

De griene ierde

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 535 0

1^e printinge 2013

oersetting Geart fan der Mear

© 1973, 1977, and 2012 by Frederick Manfred as translated by
Geart fan der Mear

Eksimplaren binne te bestellen by de boekhannel
of rjochtstreeks by de útjouwerij:

Útjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Mei tank oan Freya Manfred foar de foto fan de maisfjilden yn de fallei fan Rock County, Minnesota, dêr't har heit wenne hat fan 1958 oant syn dea, en dy fan har heit bij in grêfstien fan ien fan syn foarâlden op it tsjerkhôf fan Tsjom bij syn besite oan Fryslân yn maart 1973.

Fierder mei tank oan de Digital Library Services, University of Minnesota Libraries, foar de swartwyt foto fan de santjinjierrige (doe noch) Frederick Feikema yn syn terskersplunje.

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de einredakteur en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

De griene ierde



FREDERICK FEIKEMA MANFRED

oersetting Geart fan der Mear

 **Elikser**
UITGEVERIJ

BOEK IEN
De Frou fan it hûs

Foar
ALICE
mem

3 jannewaris 1891 – 19 april 1929

YNLIEDING

FREDERICK FEIKEMA MANFRED (1912-1994)

Frederick Manfred kaam (as Frederick Feikema) te wrâld op 6 jannewaris 1912, yn it plakje Doon yn it noardwesten fan Iowa, Amearika, wylst in ferskriklike sniestoarm om it hûs gûlde. Heit Frank, soan fan de Fryske lânferhuzer Feike Feikema V út Tsjom, stie derop om him Frederick, nei de heit fan syn frou, te neamen en nét Feike, nei syn oare pake, Feike Feikema V. De jonge Frederick liet lykwols toch syn earste seis boeken ferskine ûnder de namme ‘Feike Feikema’. Fanwege de problemen dy’t dat oplevere bij Amerikaanse lêzers en resinsinten (de namme waard dan útsprutsen as Fiike Fiikema) liet er yn 1952 syn namme offisjeel feroarje yn Frederick Feikema Manfred, en ûnder de namme Frederick Manfred binne dêrnei al syn boeken útjûn, mei ynbegryp fan de Fryske oersetting fan *This is The Year*, dy’t yn 1966 ferskynde as *Dit is it jier* yn de oersetting fan Klaes Dykstra. Hij kaam op dy namme, omdat er útfûn hie dat de namme *Feike* oarspronklik ‘Frede-man’ betsjutte, en dat betsjut *Manfred* (‘man fan frede’) ek.

Frederick Manfred wie de âldste en langste fan seis broers, allegear om ende bij twa meter lang. Hij koe goed leare en mocht úteinlik studearje oan it bekende Calvin College yn Grand Rapids. Lykas oare skriuwers út Nederlânse immigrantefamyljes naam er ôfskie fan it steile, âldwrâldske, ortodokse en konservative kalvinisme dat sij út Nederlân meinommen hienen, en dat him (sa’t wol gauris it gefal wie) yn it betreklik isolemint fan immigrantefermiddens yn in frjemd lân mei in oare kultuer noch fersterke hie. Dat is ien fan de tema’s yn syn boeken. In oar faak werommkommend tema is hjoed-de-dei ferrassend aktueel: de manier wêrop’t de (Amerikaanse) minske sûnder respekt foar de natuer rôfbou pleget op dy natuer. Dat tema wie fansels net orizjineel yn in Amearika dat yn de tritiger jierren al teistere wie troch geweldige stofstoarmen fanwege it omploegjen fan de grutte gersflakten. Syn earste boek, *The Golden Bowl* (1944), lit de lêzer sterk tinke oan *The Grapes of Wrath* fan John Steinbeck (1940). Yn *This is The Year* (1947) hat de haadpersoan, Pier Frixen, likemin respekt foar de grûn, dy’t er, sûnder werklik begryp fan it aard dêrfan te hawwen, bewurket en útrûpelt, en hij behandelt syn frou lyksa. Hij ferliest oan ’e ein fan it boek dan ek beide: syn pleats én syn frou. Dêr spilet ek noch in oar typys Manfred-tema trochhinne: dat fan de individualistise minske tsjinoer de mienskip. Op typys Amerikaanse wize wol Pier *himsels* rêde, want hij wantrout de oerheid en wol dêr, oan ’e ein fan it

boek, gjin jildlike stipe fan freegje, wat syn bedriuw rêde kinnen hie.

Wat de lêzer net beseft hawwe sil bij it lêzen fan de *Fryske* oersetting *Dit is it jier*, is hoefolle Frysk der yn de orizjinele *Ingelse* tekst fan *This is the year* (1947) stiet. Manfred syn kennis fan it Frysk is opmerklik yn it ljocht fan de oerlevering oer syn pake, Feike Feikema V, dy't bij oankomst yn Amearika swearde hawwe moat dat er noait wer Frysk prate woe. It kin hast net oars, as syn heit (dy't fuort nei syn geboarte al meigien is nei Amearika) moat thús toch in protte Frysk leard hawwe, en dat ek trochjûn hawwe oan yn elk gefal syn âldste soan.

As de skriuwer 'Feike Feikema' yn 1952 beslút om 'Frederick Manfred' te wurden, liket dat ek it begjin te wêzen fan in rige boeken – de saneamde Buckskin Man Tales – dy't neat mei immigranten te meitsjen hawwe (al skriuwt er dêrneist yn de neikommende jierren noch wol in pear fan dy 'boereromans'). De hele rige Buckskin Man Tales beskriuwt hoe't tusken likernôch 1800 en 1900 it, troch him sa neamde, 'Siouxland' (it gebiet dêr't Súd-Dakota, Minnesota, Nebraska and Iowa oan elkoar grinzgje) feroaret fan in folslein troch Indianen behearske gebiet yn blank gebiet. Manfred blykt yn dy boeken wat in *mystikus* te wêzen, dy't it paad weromfine wol nei it oarspronklike ienwêzen mei alle dingen, in gefoel dat de blanke minske kwytrekke is.

Green Earth (1977), no as *De Griene Ierde* yn it Frysk, wurdt as syn masterwurk beskôge. It boek beskriuwt it houlik fan syn âlden (1909) en de jeugd fan Alfred Alfredson, fan syn geboarte yn 1912 oan 1929 ta, en is suver folslein autobiografysk. Alfred ('Free' neamd) is Manfred sels (Alfred Alfredson ⇔ Feike Feikema! Beide ha de stam 'frede' yn har), en foaral de mem wurdt hjir mei grutte waarme leafde tekene, nêst de heit en syn broers en omkes (ek de namme fan de mem yn it boek, Ada Engleking, hat in protte fan har echte namme, Alice van Engen, en se stjert yn it boek op deselde dei as de echte mem). It boek is, lykas al syn saneamde 'farm novels', breed fan palet en episoadys fan opbou, mei in grutte oandacht en leafde foar it detail yn beskriuwingen, wêryn't Manfred faak o sa byldzjend en ryk Ingels brûkt; 'plot', yn de sin fan in spanning oan it begjin dy't oan 'e ein oplost wurdt, wie net syn sterkste punt. It is werklik in prachtige beskriuwing fan it plattelân fan 'Siouxland', sa'n foech hûndert jier lyn. It djippe simpele ortodokse kalvinisme, dat nei binnen ta sa'n gefoel fan waarme burgenens jaan kin, wurdt hjir sûnder soerens beskreaun fia de figuer fan dy ûnferjitlike mem, wêrtroch dat nei binnen kearde kalvinisme yn leafdefolle herinnering, mar sûnder sentimintelens, o sa ierdsk en mei djip respekt delset wurdt; mei syn bibellêzen en gebed foar en nei it iten, de kristlike skoalle, it fraachlearen, de tsjerkegong en de dominys, sûnder te ferfallen yn in karikatuer, mei al syn deugden fan ûnderlinge

leafde en tawijing en ek al de ûndeugden fan in al te simpel en beheind begryp fan de wrâld. As der nêst *This is the year* ien boek is út it wurk fan Manfred dat it fertsjinnet om yn it Frysk fertaald te wurden, dan is it wol *Green Earth*, ek al omdat it oer in Fryske famylje giet, wêryn't Uncle Big John sit te lêzen yn *Reamer en Sape* fan Gysbert Japicx, en de pake ('Grampa') in buordsje oan de muorre hat mei de tekst 'Sjuch, God is great en wy bigripe him net' – in tekst dy't de agnostikus Manfred letter sels ek op in boerd hingjen hie, oan de muorre fan syn lêste hûs *Roundwind* yn Luverne, Minnesota. 'Agnostikus' is – ek op grûn fan wat syn dochter Freya mij meideeld hat – op it stik fan godstsjinst faaks de bêste omskriuwing fan Manfred, dy't toch altyd ek mei myldens weromtocht hat oan dat ortodokse fermidden, dêr't er ôfskie fan nommen hie, mar dat er net hate hat.

Neffens dochter Freya hat er him pas nei 50 jier ta it skriuwen fan *Green Earth* sette kinnen, omdat er ferlet fan de distânsje fan de tiid hie om syn jeugd goed ferarbeidzje te kinnen. Tsjin dy tiid wie ek de lilkens wol saksearre en koe er de dingen evenredich en mei in ferjaand gemoed besjen. Sa't ek wol blykt yn it boek sels, koe (neffens de mem fan Freya) syn heit, Frank Feikema, o sa hurd wêze foar de jonge Fred (Free yn it boek), dy't er soms ek wol sloech en o sa fûl oanfitere ta it boerewurk, sûnder begryp te hawwen foar syn sin oan lêzen en oare saken *bûten* it boerewurk. Manfred ferdedige dan syn heit dan ek wol wer, troch te wizen op de wille dy't se tegearre hienen bij it honkbaljen en it learen fan nije dingen bij it boerewurk. En heit wêze fan seis drokke jonges foel ek net ta, fierde hij dan oan.

Manfred hat syn hele libben mei grutte tagedienens oer syn mem praten, in leafdefolle, freonlike, sachtaardige, hurdwurkjende, earlike, intelliginte en soarchsume mem, in mem mei in ûneinige leafde. Se woe o sa graach in goed kristen fan him meitsje, mar sei op har stjerbêd ek: “ ‘Tagelyk lykwols wol ik net datst allinne mar bearst datst in kristen bist, allinne om mij te behaagjen, ast dat yn dyn binnenst net bist. Spylje soks net. Wês gjin hypokryt. God hat in hekel oan fromme ferriefelderij. Feitlik hat God miskien wol mear wurdearring foar de oprjochte siel dy't him net kenne wol, as foar it lid fan it ferbûn dat Him allinne lippetsjinst biedt.’ Se tyspele wer oan de sulveren kwastkes fan de bêdesprei. ‘En dan is der de fraach hoe't jo mei jo eigen geweten libje. Dat, jonge, wês oprjocht oer dyn wiere gefoelens, wat de gefolgen ek wêze meie. Wês in man yn dat opsicht.’ ”

Frederick Feikema Manfred, of Feike Feikema fan foarhinne, hat mear as 35 boeken skreaun, en hat neffens eigen sizzen ferskillende kearen nomineard west foar de Nobelpriis ... mar dy noait krigen. Wol is hij yn

syn eigen streek noch altyd in begryp, soms ek yn it negative, fanwege syn ôffalligens fan it geloof en syn iepenens oer it seksuele. Ik hoopje dat de Fryske lêzer fan hjoed-de-dei him wurdearje sil om syn earlike, o sa krekte, meinimmende en tawijde beskriuwing fan it libben op it plattelân fan it stik Amearika dat oan him de namme Sioumland te tankjen hat.

De oersetter.

Ada * 1

It wie de snein foar Krysttiid, 1909. Bij Alfred Engleking sieten se te iten. It wie in ienfâldich miel: rys mei molke en brune sûker, brea mei bûter en griene tee. Bij Engleking ieten se sneins net útwrydsk. In goed kristen hold him dan yn en hij die ek gjin wurk, behalve wat strikt needsaaklik wie om yn libben te bliuwen. De deis des Heare moast bestege wurde oan selsûndersyk en gebed. Wille meitsje mocht beslist net. Nei tsjerke hienen heit en men spul hân. Se sieten elkoar oer de iterstafel hinne noch altyd swart oan te sjen. De fjouwer bern ieten stilwei har rys op. De tafel stie tusken twa ruten tsjin de oastlike muorre. Heit siet oan de noardkant bij syn hoekje, mei lytse Sherman yn in tafelstoel neist him. Mem siet oan de westkant, net fier fan de kachel ôf. Ada, de âldste, siet neist mem. Joan, acht en John, fjirtjin, sieten tsjinoer heit. Achter Joan en John wie de pomp en in oanrjocht mei in amer wetter dernêst. In oaljelampe smiet in sachtgiel ljocht op 'e muorre boppe de tafel. Op 'e klok nêst de lampe wie it in bytsje oer seizen. Heger oan de muorre hong een waarhúske: it âlde wyfke mei de minwaarklean wie krekt it doarke útkommen, wylst it âldmantsje mei de goedwaarklean it doarke yngongen wie.

Ada hie gjin hunger. Rúzje koe se net oer. Heit mocht der net oer dat se dy jûns in ôfspraakje hie mei Alvin Ravenhorse. Heit sei dat se noch te jong wie om oan trouwen te tinken. Dêr wie it spul mei begûn. Se hie Alvin elke snein sûnt de simmer sjoen. Nei de kategisaasje mocht se mar in oere bij Alvin sitte, yn 'e winter op stive stuollen yn 'e opkeamer. Presys om healwei tsienen liet heit Ada dan witte dat Alvin fuort moast. Fan de tsjerke wie Alvin de bêste partij. Heit knope syn swarte wollen jek ticht. 'John, smyt wat hout op it fjoer. It is bûten wol fyftjin graden ûnder nul.'

'Doch ik wol,' sei Ada.

'Nee. Ik sei dat John it dwaan moast.'

John naam noch in hap rys foardat er de foarke dellei. Mem skode hommels de stoel achterút en gie stean. 'Ik doch it wol.' Mem wie foars boud mei folle foarmen. 'As de baas sprekt, moatte wij allegear goed harkje.'

Heit ferstive. Syn hege draaistoel kreaake. Eventsjes makke syn wrakseling om geduld te hawwen mei syn frou syn ynfallen griis gesicht suver útdrukkingsloas. Doe waarden syn ljochtblauwe eagen ljochtgriis. Hij seach John grimmitich oan. Syn brune snor trille. Meastal koenen hij en John ridlik goed. Mem iepene it doarke fan de blinkende swarte kachel, en lei, mei de jurk oer har skoat lutsen, in pear blokken eskenhout yn 'e kachel. Ljocht fan de dûnsjende flammen

wjerkeatste yn de keunstdiamanten fan har pompadourkaam. De diamantsjes skitteren elke kear as se nei ûnderen rikte, en pasten sa bij de grize eagen achter har gouden briltsje. Yn de rin fan de jierren wie der tusken har eagen in hieltyd djippere tear ûntstien. ‘Hast njoggentjin en se mei noch altyd gjin fêste ferkearing ha. As al har freondinnen meikoarten al trouwe.’ Mem liet it doarke tichtklappe. ‘Ik ha myn dochter goed opbrocht en ik fertrou har.’

Bij dy klap sakken de hollen om de tafel in bytsje. Mem gie heechhartich sitten. Har korset kreake. ‘No, ik freegje mij ôf hoe âld oft ik wie, doe’t ik foar it earst ferkearing krige.’

Heit skode syn board rys fuort. ‘Frou.’

‘Ik tink datst sels nee sizze soest as dy jonge kandidaat-dominy, Paul Brook, mei har gong, h’n?’

Heit lei syn lange hannen plat op ’e tafel. ‘Dus, no liket it datsto Alvin Ravenhorse ek net lije meist?’

Ut it fleizige lichem fan Mem klonk it smoard: ‘Nee, foar in dochter fan mij is Alvin Ravenhorse net goed genôch. Mar dominy Brook wol.’

Ada stoarre nei har rys. In ljocht readgouden hierke hong har yn ’t each. Se skode it mei soarch teplak. Mem koe it mar net litte om heit dermei te niteljen dat er in earm timmerman west hie, doe’t se yn ’t âlde lân trouden, wylst sij, Joan Alderling, út in better laach kaam. De wierheid wie fansels, dat heite folk in generaasje dêrfoar belangrike lju west hienen yn Oastfryslân, Dútslân. Grutte John Engleking, heit syn heit, hie in baron west yn in streek dy’t Lengen hiet. Dy Grutte John hie it yn ’e kant set tsjin Bismarck en hie útnaaie moatten oer de Dollart nei Westfryslân, Nederlân, mei syn frou en trije bern, Grutte John en Alfred en dochter Alberta. En de wierheid wie ek, dat mem har mem as faam fan de Englekings út Oastfryslân wei emigreard wie, en dat it allinne om har blonde kreazens west hie, dat in Hindrik Alderling mei har trouw wie. John skode syn ljocht hier fan de foarholle en sei lûdop: ‘Wêrom mei Ada net har eigen man kieze? As sij toch bij him wennet en net bij ús.’

Heit sprong ynienen oerein, sadat syn stoel tsjin in rooktafeltsje yn de hoeke klapte. ‘Sa kin ’t wol wer!’ Heit hie leard, as er hommels langút stean gie, 1,92 meter lang, dat it praat dan gau ôfrûn wie. Nei iderien lilk oanstoarre te hawwen griep er syn draaistoel en gong wer sitten. Leppels klikten wer yn de boarden.

‘Adelheid is ek myn dochter, witste,’ sei heit tsjin mem. ‘En ik wol net dat se mei de broek fan skamte oer de holle thúskomt.’

Joan fersmoarde har laitsjen.

Heit seach har strak oan. ‘En dat jildt foar dij ek, Joanie.’

Mem sei: ‘Wat, dy is noch mar acht!’

‘Gjinien dochter yn dizze famylje sil yn ferwachting wêze foardat se trouw is.’ Heit seach Joan nochris strak oan.

Mem sei: ‘No brekt mij de klomp. Sa te praten tsjin in lyts bern.’

‘Se hâldt der no al te folle fan om mei de fuotten omheech te sitten.’

‘Watte?’

‘Ik sis it nochris.’ Heit seach earst Ada oan, doe Joan. ‘Jimme krije gjin hûndert dollar as houlikskado fan mij, as jim mei de broek fan skamte oer de holle thúskomme. Begrepen?’ No wie it John syn beurt om it laitsjen te fersmoaren. ‘Stil, bern! Dat is net om te laitsjen.’ Al gau klikten de leppels wer yn de boarden.

Lytse Sherman stiek in rôze hantsje út nei it rút. Syn rûne waarstfingerkes hie er útspraat yn in primityf sprekend gebaar. ‘Dê.’

Ada seach op. Grutte snieflokken warrelen troch de ljochtstriel dy’t yn it tsjuster nei bûten foel. ‘It snijt.’ Iderien seach nei bûten.

‘No, dy snie kinne wij wol brûke,’ sei heit. ‘Makket it hûs waarmer. De Heare syn wil.’ Mem sei neat. It idee dat de Heare him bekroade om wat heit mei it waar woe, wie te gek foar wurden.

Ada woe dat se wat dwaan koe dat har heit en mem better mei elkoar koenen. Heit hie it mem noch noait nei it sin meitsje kinnen. Ien fan de betingsten fan mem om nei Amearika komme te wollen, hie in hûs foar harsels west. Se hie wend west oan in ridlik ryk libben, en dat woe se yn elk gefal ek hawwe yn ruil foar de oerstek oer de oseaan om yn in wyldernis fol wylden te wenjen. Heit hie der in hekel oan om bij ien yn it kryt te stean, mar hie him om har yn de skulden stutsen. Hij hie yn Amearika earst losse baantsjes oannommen, lykas de poep fan de riken fuorthelje út de húskes bûtendoar. Letter krige er in baantsje as semintstoarter foar trottoirs yn Jerusalem, yn noardwest Iowa. Yn de winter hie er yn syn skuorke bij de steech op bestelling klompen en learen skuon makke. Mem gunde heit noait ien momint rêst, sels net op in reinige dei, as er net betonstoarte koe. ‘No, Alfred, moat hjoed sûnder wurk foarbijgean, soms?’

Lytse Sherman wiisde mei syn fleizich hantsje nei de solder. ‘Dê.’ Kaam dêr soms dy snie wei? Ada glimke. Se wie mâl mei har lytse broerke.

‘Ja, as manna út de himel.’

‘Man?’

Ada moast noch mear glimkje. ‘Ja, heit syn lyts mantsje.’

‘En mem har skatsje,’ sei mem fluch dêrnei. Der skateaten triennen yn har eachshoeken. Heit seach nei Ada har board: ‘Ytsto net mear?’

John moast gnize: ‘Je kinne net ite as je fereale binne, witt’ je.’

Ada fielde hoe’t har wangen read kleuren. Se biet op ’e tonge. Ja, se wie fereale. En ja, dat hie wol wat te meitsjen mei it feit dat se gjin

honger hie. Mar it kaam der ek fan dat har nije korset te strak siet. Ada hie John frege om it op har rêch oan te lûken en se hie de hele dei in opset gefoel hân. In smelle mul wie dan wol in teken fan kreazens, sa't de postoarderkatalogus bewearde, mar it wie ek in besiking. Se tocht bij harsels: 'It fielt as kin ik troch dat korset gjin siken mear krije.'

Snieflokken sa grut as koalflinders foelen noch altyd troch de striel giel ljocht bûten. Ada tocht bij harsels: 'As ik trou, dan sil it yn myn húshâlding oars gean. Ik sil in begripende frou wêze. Alvin is in hurde wurker. En hij is, God sij tank, kreas lykas heit.' Alvin hold dan wol fan smoarge ferhalen sa no en dan, mar Ada wie der wis fan, dat se him dat wol ôfleare koe. As er ienris heit wie, moast er oan de bern tinke.

As Alvin mar net sa strang wurde soe as heit. Miskien, as se leaf foar Alvin wie, en geduld hie mei him, dat er dan in sachtardige heit wêze soe en de bern sa no en dan wat wille gunde, salang't it mar ûnskuldich wie. Sa hie heit ek dwaan moatten, doe't se te roltsjeriden gong mei Minnie Alfredson op 'e stedsbaan. Sij en Minnie kamen dêr net foar de jonges. Se kamen dêr om sels te riden. Riden wie sa hearlik. Foar ien kear kamen har lange skonken har dan goed fan pas. Dy holpen har om oan de ein fan it baantsje fuotsje-oer te stappen. Se wist net dat Alvin dêr ek komme soe, en se hie like ferbaasd west as elkenien. Mar hij wie der. En nuver genôch, krekt dy jûnes wie heit begûn him soargen te meitsjen dat se sa lang bij Minnie wie. Heit hie har opsocht, en har mei lange hearlike streken it baantsje op en del sweevjen sjoen mei Alvin, de earms krúslings. Doe hie heit har skriklik beskamme. Hij wie de baan opstapt, midden tusken de foarbijstrûzende riders, en har mei him nei hûs ta bean. Alvin hie de boel ek net folle better makke troch dêr sa skiepachtich bij te stean.

'No,' sei heit, wylst er nei de âld famyljebibel rikte op 'e planke boppe him, 'binne jim allegearre sêd? Ada?' Heit seach nei har board. 'Gjin klykjes yn dizze húshâlding, dat witsto wol.'

'Ik set de oerbleaune rys yn de kast en dan yt ik it jûn wol op foar't ik op bêd gean, heit.'

'Goed.'

Heit rjochte de spiegel achter it lampeglês oant de striel helder ljocht op 'e iepen siden fan de Bibel foel. Hij seach noch ienkear om him hinne ûnder de swiere brune wynbrauwen wei, en begûn doe te lêzen út it lêste haadstik fan It Heechliet. 'O, wiesto mar myn bloedeigen broer, dy't dronken hie oan ús memme boarsten! As ik dij dan bûten fûn en ik tute dij, gjin minske soe mij dêrom ferachtsje.' Joan moast wer gibelje.

Heit seach hast op. 'Dan soe ik dij meinimme en bringe yn it hûs fan ús mem, dy't mij grutbrocht hat. Ik soe dij drinke litte fan 'e krûdige wyn, fan it jonge sop fan myn granaatappels.' Ada harke. Sokke rike

passaazjes. Jawis, sij en Alvin soenen net sa strang libje as heit en mem. Sij en Alvin soenen mear drinke fan it sop fan it libbensgeniet. Fan de granaatappel, wat dat ek mar wie.

Ien ding spiet Ada bij Alvin. Alvin hie net sa'n helder ferstân as heit. Heit lies in soad. It makke mem ôfgryslík oergeunstich dat dominy Carpenter soms jûns delkaam bij heit. Heit hie sa'n rike geast, sei dy. It iennige probleem wie, heit hie muoite om syn bêste gedachten út te drukken. As dominy Carpenter fuort wie, tocht heit faak wat er sizze moatten hie. Om der wis fan te wêzen dat syn gedachten net ferlern gongen, skreau heit se altyd op, lytse improvisearde opsteltsjes yn netsjes swart potlead, op linnenpapier mei lyntsjes. Doe't Dominy fan dy opsteltsjes hearde, frege er heit om dy te sjen. Heit skoarre dêr tsjinoan, mar op it lêst liet er Dominy dy lêze. Dy naam soms dy opsteltsjes mei en boude dêr in preek omhinne. Heit fûn dat goed, mar hij sei tsjin dominy dat er dat noait tsjin mem sizze moast, want dan soe se wol wat útfine om it tsjin him te brûken, as it moast. Dat dêr siet heit faak sneins yn syn tsjerkebank bij de syddoar, mei it kleurde ljocht fan de hege ruten op syn griizjende brune hier, te harkjen nei in ferhaal oer syn eigen ideeën.

'Want de leafde is sterker as de dea,' lies heit. 'De oergeunst is hurd as it deaderyk; de gloede dêrfan is in fjoergloed, it binne flammen fan de Heare.' Opsjend seach Ada dat Joan en John besochten om net nei elkoar te sjen wylst heit lies, om mar net yn laitsjen útbarste te hoege. Ada hope dat heit ophâlde soe foardat de bern knaptten. Se fiede ek yn harsels in soarte fan luchtbulle omheechkommen. Wat fêster it lid op de tsjettel siet, wat wisser it wie dat it der ôfploffte soe. Heit syn heldere, plechtige stim makke it noch slimmer. Ada hie har gauris ôffrege wêrom't it Heechliet no yn de Bibel stie. De wurden wienen de wurden fan fjurrige minnaars. Bij it lêzen dêrfan begûn soms de hele kategisaasjeklasse te gibeljen.

'Wetterstreamen kinne de leafde net dwêste, rivieren kinne har net fuortspiele. Al joech immen syn fermogen foar de leafde, se soenen him derom ferachtsje.' De manier wêrop't heit nei foaren leunde, liet sjen dat heit besepte dat dy âld duvel, Laitsjen, oan tafel siet.

'Wij hawwe in jonge suster, dy't noch gjin boarsten hat. Wat sille wij dwaan mei ús suster, as immen om har stiket?'

Joan en John kniepen de eagen fûl ticht.

'Ik bin in muorre en myn boarsten binne tuorren.'

Joan en John kipen even nei Ada har folle boarsten. Ada seach har fergrime oan. Joan sloech in hân foar de mûle. De siken pipen troch har fingers. 'Ssst,' systere mem.

In kerreltsje rys skeat troch Joan har fleizige fingers hinne. Dat die it. John koe net mear fan it laitsjen.

'Meitsje wat oan, myn leafste, doch as in gazelle, as it jong fan in

ree, op 'e bergen fol balsemkrûd.' Heit sloech de Bibel mei in lûde klap ticht, en seach alle trije ferwoest oan. 'Wat wie it lêste wurd?'

'Dê,' sei lytse Sherman.

Dat makke it noch helte slimmer, en Joan trûzele op it lêst fan de stoel fan it laitsjen. Mem waard doe ek meisleept yn dat idioate gefal, en lake ek.

'Wat wie it lêste wurd?'

Ada slokte. En noch in kear. 'Balsemkrûd,' krôke se. 'En it spyt mij, heit. Mar heit hoecht der net oer yn te sitten dat ik mei de broek fan skamte oer de holle thúskom.'

'Moai sa,' sei heit. It help dat Ada it lûdop sei. Joan en John koenen no ophâlde fan laitsjen. Stadichoan bedarren se.

'Sa,' sei heit, har allegear mei syn ljochtblauwe eagen yn ien kear oansjend, 'lit ús tanksizze oan ús himelske Heit.' Mei de earmtakken op de tafel die er de hannen gear en lei syn foarholle op de knokkels. 'O Heare fan de einleaze loftten, sjoch op ús del yn jo ûneinige genede, suterige wjirmen dat wij binne, en nim, as jo wolle, ús grutte tank oan foar dit iten dat jo ús ferskaft hawwe.'

De kachel achter mem knapte fan nije gleonte. Oan har kant fan de tafel smûgde mem troch har dikke knoopkenoas. 'Behoedzje ús brekbere en o sa maklik brutsen lichem foar kwea. Lit sykte ús doar foarbijgean. Dat freegje wij út namme fan Jezus, dy't foar ús sûnden stoar. Amen.'

John folge mei syn gebedsje. 'Heare, tank foar dizze spiis. Amen.'

Doe kaam Joan. 'Heare, tank foar dizze spiis. Amen.'

Ada, en doe mem, dienen stadich de eagen iepen. 'Dê,' sei lytse Sherman.

'Ja, sa is 't,' mompele mem, en bûgde oer him hinne foar in tútsje. 'Leave feint fan mij.'

Ada ❀ 2

Ada smiet har blauwe cape om de skouders. 'Doech, heit, mem.' Heit seach op út syn swarte skommelstoel wei, dêr't er yn Kalvyn syn Ynstitúsjes siet te lêzen. Hij hie de skonken oerinoar en ien fan syn toffels wie fan de hakke gliden en hong oan syn grutte tean. 'Op 'e tiid thús wêze, h'n.'

'Ja, heit.'

Mem seach op út har skommelstoel. 'Wat hast oan de fuotten?' Ada tilde in foet op ûnder har blauwe jurk wei. 'Sjoch, myn nije poalskuon mei gaspen fan Sears Roebuck.'

‘Doech dan.’

Ada loek de doar achter har ticht. Mei ien hân oan de steunbalke fan de stoepe stapte se nei ûnderen. Se draaide de kant út fan de tsjerke. In tin laachje snie wie yn de barsten fan it trottoir wiske. Giele ruten lâns de strjitte ljochten har bij. Foar har op de hoeke bij de tsjerke gloeide ien gasljocht yn syn wite bol.

Fan ’e jûn, op de weromreis fan kategisaasje, soe Alvin har wer besykje te tútsjen. Alvin wie de lêste tiid wakkere dryst en twa kear hie se him fuorttriuwe moatten. Se stoppe har hannen noch in kear smûk yn de mof en wreau it kin tsjin de beverkraach fan har blauwe cape.

Ada hope dat Alvin it krystkado dat se foar him makke hie, moai fine soe: in moaie satinen strik, read mei ljochtblau, dy’t bij syn blauwe pak paste. Se frege har ôf watfoar kado hij foar har hie. Se hope dat it einliks har ferlovingsring wêze soe, in lyts rôze diamantsje, mei miskien in opaal oan beide kanten as kontrast. Har opsetten búk binnen it korset joech har in weelderich gefoel. Se draaide ûnder it gasljocht de hoeke om, op de keale wite tsjerke ôf. In pear jonges stienen yn it tsjuster bij de wite doar fan de hynstestâl te praten. Achter harren liet in pony op ’e stâl in sacht brinzgjen hearre.

Krekt doe’t se de dyk oerstekke woe, kaam der út de fallende snie in hynder-en-buggy oanstowen, dy’t har hast oanried. Se heinde in glimp op fan de bestjoerder. Fluit Stokes. Dy keardel mei syn ivige iepen plakken op de hannen. ‘Pas op wêrst rinst, do stomme idioat.’ Mei in wrede skuor oan de leie, sa fûl dat it hynder mei traapjende poaten stegere, stoppe Fluit nêst in pear oare buggys. Foardat it hynder wer op syn fjouwer poaten stean koe, wie Fluit al mei in sprong út syn buggy wipt en spande er it hynder út.

‘Wêrom sa’n haast, Fluit?’ rôp ien fan de jonges bij de stâl.

‘Dy ferdomde Tress fan mij hat mij besoademitere. En ik wit ek wol mei wa. Dy ferrekkeling. Ik sil dy ellindige wezeling fan ’e jûn ris bij de strôte gripe en de kûgellagers út syn bealch skodzje.’

Ada fûn sok praat ferskriklik. En noch wol op it tsjerkepleintsje. Se hope dat har broer John him net ôfjaan soe mei keardels lykas Fluit. Se naam de syddoar nei it bijgebou. Op snein sleat de koster mei in pear skermen it bijgebou ôf fan it haaddeel fan de tsjerke. Under ien inkelde gaslampe wie it bijgebouw in smûk sealtsje foar gearkomsten. Der hong in pittige lucht fan droegjende iken banken.

Se wie mar krekt op ’e tiid. De measte banken wienen al beset, de grutte koperen klok oan de muorre joech twa minuten foar achten oan. Dy jonges bij de stâl moasten opsjitte, as se net te let komme woenen. Se socht om Alvin. Doe seach se oan de ein fan de tredde rige Minnie Alfredson sitten. Ada skode nei har ta. Minnie seach har oankommen,

glimke en skode op de iken bank wat fansiden om plak te meitsjen. Minnie wie in fyn popke fan in famke, behindich wylst Ada lang wie.

Minnie seach har wat pleagerich oan. 'Alvin is der noch net.'

'Dat sjoch ik sels ek wol, hear.'

It stel fan it hynder stampde nei binnen, trape de snie fan de skuon en sloech de bûntjassen iepen. Fluit wie de lûdroftichste. Dryst seach er de rigen op en del, sykjend om syn konkurrint. Blykber wie dy der net. Fluit seach doe syn faam, Tressa Applethorn, swart oan. Dêrnei gong er mei in lûde plof sitten.

Ynienen stie dominy Carpenter foar harren. Dy koe samar as in ferskinning foar je stean. It wie in lyts mantsje en hij droech foar it fraachlearen meastal in griis pak mei in sachtreade strik. Syn holle, smel oan de achterkant, wie fan foaren grut, mei in brede foarholle, in brede mûle mei smelle lippen, en wiid útinoar steande healsletten grize eagen. Hij wie fyftich en hie gjin bern. Der waard fan syn frou sein dat se gjin bern krije koe. Hij gong rjocht foar de kategisaasjeklasse oer sitten. Hij mocht graach ticht bij syn jong folkje sitte. Hij seach op syn bûshorloazje, en fergelike it mei de grutte koperen tsjerkeklok. Presys op 'e tiid. Hij skrabe de kiel. 'Sille wij eerst even bidde?'

Ada bûgde de holle. Wêr wie Alvin? Siik? Se hope fan net. Ada fielde har wat benaud wurden. Se wie bang dat dat wat mei har hart te krijen hie. Se wist noch hoe dûzelich se har fielde, doe't se dy groeipine yn har knibbels hie. Dominy Carpenter hold einliks op mei bidden, en se die de eagen iepen. Noch altyd gjin Alvin bij de doar. Nei tsien minuten kategisaasje hie dominy samar in fraach. 'O, Stokes, ik sjoch dat jo ergens slim oer nei sitte te tinken. Miskien wolle jo ús sizze hoe't it der mei de wrâld foar stiet hjoeddedei?'

'Poermin!' barste Fluit út. 'Hartstikke poermin, sis ik jo.'

Dominy syn wynbrauwen skeaten omheech. 'Werklik? Sa slim?'

'Ja, dominy, en it wurdt elke minút noch slimmer.'

Der waard net lake. Iderien wist fan Tressa har dûbel spul.

'Ik nim dus oan dat jo it net helendal iens binne mei de foarsitter fan de Pleatslike Optimisteklup dy't koartlyn sei dat it heelal perfekt wie en dat it mei de minút better wurdt?'

Ada wie de earste dy't it trochhie en se lake lûd en fleurich. Dominy Carpenter seach har even erkentlik oan. De oaren begriepen it doe ek. Lykas Fluit, dy't in kleur krige. Bûtendoar stampde ien de snie fan syn skuon. Ada draaide har wat om, en seach om de grize strúsfûgelfear hinne op Minnie har swarte hoed. Dat moast Alvin wol wêze. De doar gong in lyts bytsje iepen. Ien blau each gluorke nei binnen.

'Kom der yn, Ravenhorse,' sei dominy Carpenter rêstich. 'Bliid dat jo hjir binne, al is it wat te let.'

Alvin stapte nei binnen, skiepachtige eagen yn in kreas gesicht. Syn lang stal fulde de hele doar iepening. Hij wie noch langer as heit. Hij liet de jas fan waskbearebûnt fan him ôfslide, de iene earm nei de oare, en slûpte nei in plak foar oan, mei de jas oer de earm. Tsjinoer dêr't Ada siet.

'Miskien kinne wij de miening fan Ravenhorse hearre.' Dominy Carpenter glimke nei Alvin. 'Kinne jo sizze, hoe't de wrâld der hjoeddedei foar stiet?' Alvin seach dominy oan; seach doe nei syn hannen.

Ada gong mear rjochtop sitten. De oare kearen as Alvin te let kaam, kaam er mei in wisse glim op it gesicht it bijgeboutsje yn, wittend dat it him ferjûn waard om syn gjirrige baas, de grouwe Bart Stoneman, in wrâldske boer dy't syn frou en bern hûnsk behannele en graach syn arbeider narje mocht troch altyd op it lêste momint in putsje te betinken dat noch dien wurde moast.

Doe't Alvin rûngear sitten bleau, en nei de grûn stoarre, draaide dominy Carpenter him wyslik om nei in opstutsen hân achtern. Ada stoarre nei Alvin. Wat wie der yn godsnamme mei him te rêden? Hie er einliks syn baas in oplawibus ferkocht, omdat er it bealgjen foar him net mear ferneare koe? Minnie fernaam ek dat der wat mis wie. Har pleagerich glimke ferdwûn.

It duorre oeren foardat dominy de les mei gebed ôfsleat. It liek hast like lang foardat elk de jas oanhie en fuortgong. En Alvin siet noch altyd allinne, rûngear, nei syn hannen te stoarjen, net yn steat om Ada oan te sjen. Yn it gasljocht like syn smel gesicht op dat fan in spook. Ada kaam fansiden troch de bank op him ta. Hij fielde dat se der oankaam. Hij kromp yninoar, wylst syn hier oer de foarholle foel.

'Alvin?' Hij kjirme wat.

'Wat is der te rêden mei dij, Alvin. Bist siik?' Yn syn eagen wie pine te lêzen.

'Wat is der oan, Alvin?' Hij kreunde.

Ada draaide har om en seach dominy freeggiend oan. Dy die in ûnwisse stap nei har ta, mar betocht him. It wie mar it bêste dat Ada en Alvin sels har probleem oplosten. Se gong nêst Alvin sitten en lei sacht de hân op syn earm. Alvin skeat oerein.

'Nei bûten.' Hij seach wyld om him hinne.

'Bûten!'

'Fansels, Alvin.'

Hij skeat yn syn waskbearejas, sûnder har oan te sjen. Twa kear taaste hij yn syn bûsen foar syn bûntmûtse en wanten, foardat er dy fine koe. Doe, wanten yn ien hân en mûtse yn de oare, knoffele er de bank út en sette er op de doar ta, sûnder ek mar ien kear om te sjen oft Ada him wol folge.

‘Goejûn, Alvin,’ sei dominy Carpenter. ‘Goejûn, Ada.’ Alvin sei neat. Hij stapte de doar út, de nacht yn.

Bûtendoar foel de snie noch tichter. Der lei al goed fiif sintimeter op it tsjerkepleintsje. It lûd fan de stampende hynders, de gekjeiende jongesstimmen, it laitsjen fan de famkes mei har moffen, dy’t yn groepkes fan twa en trije it trottoir delrûnen, alles klonk dof. Ferskeidene famkes drafken nei de fjouwer húskes achter de tsjerke. It iennige ljocht kaam fan de karbydlampen fan de buggys. Ada pakte Alvin bij de earmtakke. ‘Wat is der mis?’ Alvin snikte, en behearske him doe.

‘Ik woe dat ik it dij sizze koe.’

It hart sloech Ada nuver yn de kiel. ‘Kom, we rinne nei hûs ta. Dan kinne we der dêr oer prate.’

‘Mar ik kin der bij jim thús net oer prate.’

Der wie wat slims dan. De grutte snieflokken foelen sa licht as pikefearkes om har hinne.

Alvin griep har op syn beurt bij de earmtakke. ‘Ik helje myn hynder en dan ride wij wat om mei de buggy.’

Ada loek har earm los. ‘Do witst bêst dat heit dat net lije wol. Hij hat sein dat ik noait mei de oaren fan dy ploech troch de stêd omsweve mocht.’

‘Bij ús lêste ôfspraak, wat soe dat, want nei fan ’e jûn hoege wij ús net mear te bekroadzjen om wat jim heit fan mij tinkt.’

Ada stie stil op it trottoir. ‘Alvin, prebearrest mij te fertellen datst net mear fan mij hâldst?’ Se stie dêr, stiif rjochtop. ‘Want as dat sa is, wol ik it no opslach witte.’

‘O God, fansels hâld ik fan dij, Ada.’

‘Wat is der dan.’

Alvin sakke foaroer.

‘Alvin. Do witst datst alles tsjin mij sizze kinst. Alles.’

‘Dit net. Witst net watst seist. Dit witsto net.’

It wie piktsjuster dêr’t se stienen. It klossen fan de dravende hynders en it knerpen fan de buggytsjillen yn de farske snie stoar stadichoan wei. Ada har hart sloech sa licht dat se bang wie flau te fallen.

‘Toe, Ada, kom even mei yn myn buggy. Under myn knibbeltekken. En prate. Want ik kin it dij net bij jim thús fertelle, mei jim heit om ús hinne te strunen.’

‘Goed dan, Alvin. In pear minuten dan.’

‘Dat is better. O God, ja.’ Hij naam har fluch mei nei syn buggy.

Ada liet harsels oer it hege foartsjil hinne yn it stuoltsje helpe. Alvin sprong nêst har en bestoppe har beiden ûnder in swarte plaid fan bearefel. It iennige wat se fan inoar sjen koenen, wienen har gesichten, bleke sitroengiele ovalen, in foetlingte faninoar ôf. Ada har hart makke

nuvere sprongen yn har kiel. Alvin lei in earm om har hinne. Hij hold har stiif fêst.

‘Alvin?’

Alvin seach op har del. ‘O fanke, ik kin it net. Silst it mij noait ferjaan.’

‘Yn dat gefal kin ik no better nei hûs ta gean.’

‘Nee, toe, wachtsje.’ Hij hold har fêst. ‘Ada, wat ik dien ha ...’

‘Alvin, miskien soest der earst mei de Heare oer prate moatte.’

Alvin liet har ynienen los en kroep ûnder de plaid wei. ‘Bliuw hjir. Ik helje Duke. Do moatst dij bij ús lêste ôfspraak in eintsje troch de stêd rûnride litte. It is stom om hjir sûnder hynder foar de buggy te sitten.’

Ada sykhelle djip. As it de lêste kear wie, dan soe heit miskien net al te folle sizze.

‘Goed dan, Alvin. Dizze iene kear.’

Alvin helle fluch syn swarte telgonger en spande him yn. Duke hie in hekel oan de fallende snie en prúste dernei. Alvin hipte de buggy yn, en se skeaten op twa tsjillen foarút.

‘Net sa hurd, Alvin. Dêr wurd ik altyd dûzelich fan.’

‘Ha!’ Mei in fûle polsbeweging swypke Alvin de jaachline oer de op-en-deljende kûnt fan Duke. Se stoden nei de haadstrjitte. Al gau spatten se it gerjochtsgebou foarbij, dêr’t de rest fan it jongfolk mei har buggys tsjininoar hurdrieden. Trije kear fleagen se ûnder de strjitlampen de haadstrjitte troch. Duke hie de kop heech. Syn opsetjaachline hong slop. Op it lêst sei Ada: ‘Ik tink dat hast iderien ús no wol sjoen hat, Alvin. Dat, kinst mij no thúsbringe. En ryd asjeblyft suniger.’

Alvin snikte. Hij loek oan de leie en Duke drafke rêstich.

Alvin ried in sydstrjitte yn nei Ada har hûs. Duke koe de peal foar it hûs fan de Englekings mei de izeren ring wol en stoppe dêrfoar. Alvin wuolle de line om de swipe hinne yn de swipekoker. De fallende snie fersachte it ljocht yn de erker fan it hûs.

‘No, Alvin?’

It barste ynienen út him. ‘Ada, ik ha dy faam bij ús opskipe mei in bern.’

Ada har wangen befrearen. De kjeld sakke har nei de hals. Heare God. Hij hie it mei in oarenien dien. Wylst er noch mei har ferloofd wie. Se hie absolút gjin idee hoe’t er op dat gebiet wie. Hij hie dat kostbere part fan himsels mei in oar famke deeld. Ien, dy’t net iens nei har tsjerke gong.

‘It gong sa, witste. Matty sliept yn in keamer boppe oan de trep. Se lit altyd de doar iepen, sadat ik har sjen kin as se mei de knibbels omheech op bêd leit te lêzen. Under de spreid fansels -’

‘Alvin, ik wol der fierder neat mear oer hearre.’

‘No, Ada, do hast altyd sels sein dat jim heit ús faker bijinoar wêze litte moatten hie. En net allinne dy suterige healoare nei it fraachlearen.’ Alvin kreunde. ‘O, en ast mij sa no en dan mar tastien hiest om dij te tútsjen. Want ik koe der op it lêst neat mear oan dwaan, en dus bin ik op in nacht nei har ta gien en doe haw ik de lampe útblaasd.’

‘Jou ús heit no net de skuld, Alvin.’

‘Mar it is toch wier, Ada.’

‘O, Alvin, datst net wachtsje koest. It net ferjitte koest.’

Alvin rôp: ‘Dat wit ik wol, wit ik wol.’

Ada gappe nei de siken. As se net opskeat en dat korset útloek, soe se dêr yn dy buggy opslach beswymje. De Heare mocht witte wat der dan barre soe.

‘O, Ada miskien moat ik tsjin Matty sizze, dat ik net mei har trouwe kin. Dat it likefolle har skuld is dat se no troch mij in bern krijt.’

‘Dat kinst net dwaan.’

Alvin ferburch syn gesicht. Syn stim klonk smoard troch syn fingers. ‘No kin ik noait mei dij trouwe. En ik hâld sa fan dij.’

Troch droege lippen sei Ada: ‘Do bist no fan in oare frou en moatst net mear sa oan mij tinke.’ Ynienen leinen Alvin syn earms om har hinne en kroep er har oan, en snikte er yn har nekke tusken it bûnt fan har cape en de râne fan har ljocht hier.

‘Alvin, toe, net dwaan.’

‘Ik fertsjinje dit net, mar Ada, ik moat dij ienris oanreitsje.’ En hommels hie er de wanten út en glied syn hân ûnder har lange jurk omheech. ‘Ienkear.’ Syn hân fûn it plak dêr’t har himdbroek oan de foarkant tichtknope wie, krekt ûnder de râne fan har korset.

‘Alvin! Toe no!’ Se liet de mof falle en besocht him mei beide hannen tsjin te hâlden. ‘Meist mij no net mear oanreitsje.’

Alvin begûn wer te gûlen. Syn hân foel slop del. ‘No bin ’k dij kwyt.’

‘Dat is no wol wis.’ Se treau syn hân fuort.

‘Jim heit mocht mij toch al net. Dat, miskien is it mar it bêste sa.’

Ada krige de mof op.

‘Hij hat ek noait tocht dat ik goed genôch foar dij wie.’

Ada hie der genôch fan. Se sloech de plaid tebek, sette har gaspskoech mei soarch op it rubberen trepke en sprong op de grûn. Har blauwe cape waaide op. Snieflokken plakten op har teisters wylst se it paadsje oprûn, en sûnder om te sjen gong se nei binnen ta.

De gleonte fan de koalekachel streake as in waarme heitehân har foarholle. De rook fan âldeklonje en eigenbakte bôle wie rêstjaand. Heit en mem wienen noch net op bêd. In rôze lampke gloeide op it tafeltsje tusken har yn. De bern leinen al op bêd. Mem seach it direkt. ‘Bern, do sitst ûnder de snie.’

Heit seach op it horloazje. ‘En do bist let.’

Ada gong stadich op de tichtstbijsteande stoel sitten. Doe liet se einliks de triennen gean. Se naam net de muoite om har gesicht te bedekken.

‘Sis it mar, dochter,’ sei heit. ‘Is it wat dat wij witte moatte?’

Mem waard wer lilk. ‘Moatsto dyn dochter altyd sa op ’e hûd sitte?’

Heit sei igaalwei: ‘Ik leau dat ik it rjocht haw om myn dochter te freegjen wêr’t se om gûlt, as se bij har freon weikomt.’

‘En as se dat no net sizze wol?’

Ada beseft al gûlend dat har mem tocht dat it slimste bard wie. Se gong stean. ‘Jim wolle beide grif graach witte dat ik Alvin noait wer sjen sil. Noait wer.’

Mem heve de noas. ‘Hij is toch net te fier gien mei dij?’

‘Hij is te fier gien mei dy faam dêr’t er wurket.’

‘Wat!’

‘Ja, hij hat har mei in bern opskipe’ – Ada smoarde hast yn dy rûge taal – ‘en no moatte se trouwe.’

‘Hearken!’ rôp mem út. ‘Ha jo wol oait.’ Heit sleat de eagen.

Mem moast heit noch even geweken nimme. ‘No, baron Engleking, tûntsjeman, wat seisto der no fan dat wij ús bern grutbringe moatte yn dizze wyldernis fol wylde bargaen, h’n?’

Ada loek de cape ôf. ‘En no, as jim it goedfine, doch ik dat korset út. Ik smoar hast.’ En se marsjeerde de trep op.

Ada ❁ 3

De dagen dêrnei wie it heit dy’t wat echt begryp toande. Hij hie sels in freonlik wurd oer foar Alvin. Dy hie him teminsten in earber man toand troch it famke dat er swier makke hie net yn de steek te litten. Guon manlju naaiden gewoan út as se beseften dat se in famke yn de problemen brocht hienen, en gongen nei it westen as oplossing fan har ûndogenskens.

Mem wist neat goods te sizzen. ‘Dat earme fanke, dy moat noch in soad leare, hear.’ Mem prate as in krimmenearderige briedhin. ‘In fanke kin mei poeier op har gesichtsje wol oan in man komme, o jawol. Mar om him fêst te hâlden, moat se witte hoe’t se bakpoeier brûke moat.’

Ada die har wurk as ferdôve. Fan Minnie hearde se oer Alvin en Matty har twongen houlik, de wylde houliksserenade, hoe’t de krektrouden foar har houliksreis nei Sioux City gongen wienen, en hoe’t har baas Bart Stoneman har ferrast hie troch har in nêstlizzend stik lân fan 80 acres te hier oan te bieden.

Ein jannewaris, doe’t heit seach dat it Ada noch altyd sear die, besleat

er om har in moanne nei har neven en nichten bij Bonnie te stjoeren. Syn broer John Engleking, foar de twadde kear trouw mei in widdo mei ien bern, hie in hele sleep bern, mear as in dozyn, dêr't de measten noch fan thús wienen om mei te buorkjen op in kavel lân. Nicht Allie wie fan Ada har jierren. Dat soe goed selskip wêze. De hele famylje wie hartlik en mocht wol oer in grapke.

Doe't Ada ienkear op de trein stapt wie, wie se bliid fan hûs te wêzen. Se hoegde net nei it ivige getsier fan heit en mem te harkjen. Heit en mem begûnen op dat âlde pearke yn it waarhúske te lykjen, elk mei syn eigen doar, koel en op distânsje.

Se moast yn Maurice oerstappe, en fan it Northwesternstasjon nei it Cannondalestasjon rinne, dêr't se nei in healoare wachtsjen de trein nei Bonnie naam. Doe't se om 9:07 oere yn Bonnie út de trein stapte, stie har neef, Dikke John, dêr om har op te heljen. Heit hie in telegram stjoerd. Dikke John groete har mei in lokkige laits. Se hie Dikke John ferskeidene kearen bij reünys fan de Englekings sjoen en opmurken hoe grut er wurden wie. Yn syn bûntjas like er op in grutte grouwe bear. Ada mocht Dikke John graach. Hij sei altyd ûnferwachte dingen. En hij sei nooit wat ferfelends oer har lingte. It wie in echte leat út it Englekingskaai. Dikke John joech har in slokke hân. 'Hoi.'

Dat slokke hantsje wie it iennige dêr't se net oer mocht bij Dikke John. Ada wist noch hoe't heit him soms ôffrige wêrom't dy hele ploech Englekings út Bonnie nooit in stevige hân joech, sa't in echte keardel docht. It wie krekt as fertrouden se dy gewoante net. 'No, John, sjochst der goed út.'

'Miskien is Bonnie in goed plak foar ien dy't it tsjinwierret.'

De Englekings fan Bonnie hienen oait yn Jerusalem wenne, dêr't omke Grutte John in baan hân hie bij de feterinêre tsjinst. Mar dat wurk hie er net al te goed dien. Dat, doe't syn earste frou Sarah Rigging stoar, en hij achterbleau mei fjouwer bern, besleat er syn gelok ergens oars te sykjen. Lânkeaplju retten him oan om nei in krite te gean dêr't Fryske immigranten har festige hienen. Dy Fryske jonges wisten wol hoe't se it oanpakke moasten. Dy wisten dat se wiet bûtlân keapje moasten bij in rivier lâns, want se hienen yn it âlde lân leard om op wiete grûn te buorkjen. Se ferhuzen allegear nei de streek bij Bonnie lâns de Grutte Rock en de Lytse Rock. Doe't omke Grutte John in kâns krige om oastlik fan Bonnie in perseel leechlân te hieren, ferhuze er de hele famylje mei in frachtauto.

De ieneagige lokomotyf kuchte in kearmannich heas. Direkt dêrnei rattelen de keppelingen it hele spoar lâns en doe ried de trein, hieltyd flugger pûstend en mei in ferskuorrend lûd, fuort. Dikke John holp

Ada de buggy yn. Har koffer lei er achterop. Hij heakke netsjes mei in healstek it byntou om de haam. Draaide doe de karbydlampe omheech, en mei in swaai dy't de buggy nei him ta kantelje liet stapte er nêst Ada yn. Hij bestoppe har beiden smûk en stiif ûnder in hynstehierren plaid, griep mei ien hân de swarte jaachlinen en swypke mei de oare hân even gûnzjend mei it buggyswypke, en sei rêstich: 'No dan, Fly âlde, hakken op, op nei de hjouwer en thús.'

En hakken-op gong it. Fly wie in swarte telgonger mei lange poaten. Mei lange halen fleach se deroer. In stel strjitlampen skeat foarbij, in grutte bleke sitroengiele bol boppe-oan mei fjouwer lytse boltsjes derûnder. Ada heinde mar in glimp op fan de haadstrjitte fan Bonnie, in hotel fan twa ferdjippings, in warehûs fan reade sânstien, in reade bakstiennen bank. Doe't se oan de súdkant fan de stêd nei it oasten draaiden, kamen se yn in noardoastlike wyn telâne en Ada moast har bûntmof dertsjin omheechhâlde.

John sei: 'Ja, moarntemoarn is it fier ûnder nul.'

Oer de râne fan har mof hinne heinde Ada in glimp op fan it gesicht fan Dikke John. Syn tsjokke wangen gloeiden mei in sûne reade kleur. Hij wie te dik om kâld te wurden. Mei in krachtige diagonale stap sette Fly de sokken deryn. As in tsjil tsjin in beferzen richel oanskampste, liet de hoep in triljend leech sjongend lûd hearre. Sa no en dan tilde Fly even har weagjende swarte sturt wat op en liet dan in rûfeltsje skeatsjes fleane. De rook fan folslein fermintearre hjouwer dreau yn weachjes nei har ta. Soms wie der in skym fan fochtigens yn dy rook, as in tinne dize. Ada hold dan yn har mof de siken yn oant de rige skeatsjes ôfrûn wie. Doe't dat foar de fjirde kear gebeurde, murk Dikke John op: 'Ja, it hat gjin doel om in bril te dragen achter in hynder dat ôfskyt.' Ada hold har earst yn, mar moast doe fleurich laitsje.

Se leinen de twa myl ôf yn presys sân minuten. Fly draaide út himsels it paad op dat fan de dyk ôf bûgde en nei in pear wylgen in bedelte yn fierde, en doe nei de ljochten fan in lyts kompakt hûs. Dikke John stoppe bij de foardoar. Al foardat er útstappe koe om har derút te helpen, gong de stoepedoar iepen en kaam der in oare Engleking nei bûten. It wie neef Sherm. Dy hie ek de bijnamme fan 'Dikke'.

'Hast hooplik wat waarm waar meinommen út it suden.'

Ada sei fleurich: 'Ik ha wat meinommen yn myn mof.'

'Dan bin ik bang dat it heel wat kâlder wurdt foardat it waarmer wurdt.' Dikke Sherm tilde de koffer út de bak fan de buggy. 'Kom deryn. Mem hat de waarme sûkelademolke al klear.'

Dikke John saluearde en ried fierder om Fly út te spannen. Yn 'e hûs hong de rook fan smoar fan in slachte baarch, krekt oanbret. Der hong ek de wat soerige rook fan bôle. Bij de doar gloeiden koallen fjoer yn

in mânske nikkelen fulkachel, read ûnder felblauwe flammen. In swarte pendule op in boekeplanke joech fiif foar healwei tsienen oan.

Behalve de lytskes en ien yn de keuken, sieten de Englekings allegearre te wachtsjen om in lange tafel hinne: omke Grutte John oan it haad mei in skeppebreed readich burd dat de helte fan syn boarst bediek, muoike Josephine tsjinoer him en alwer yn ferwachting, Grutte Paul, like grut as Dikke John, en Dikke Sherm, Geer mei syn lange earms en ferbazend slank, en lytse Richard mei ljocht hier as in gouden stroom.

Ada rûn om de tafel hinne nei omke John en fûstke. ‘Goeie, omke. De groetnis fan heit.’ Omke John pakte har hân as wie it in appel. Gjin kneep. Mei ien inkelde dryste blik seach er oant yn har siele. En hold fuort fan wat er seach. Tusken syn mânsk burd en ûnder syn grutte reade noas seach se in bewyske fan in glimke. ‘Tankjewol.’

Ada joech muoike Josephine ek in hân. ‘En de bêste groetnis fan ús mem.’

Muoike Josephine mocht ek wol oer wat se seach. ‘Wolkom.’

Der hong in sfear om de lange tafel as hienen se de ferskillen tusken de twa haden fan de famylje Engleking besprutsen, de lange skraits Alfred en de foarse John. Alfred wie strang godstsjinstich lykas Kalvyn, Grutte John wie dat ynmoedich lykas Luther. Dêr’t Alfred al te bewust fan eigen tekoartsjitten wie, wie Grutte John heel tefreden mei himsels. Der wie ek noch de tsjustere herinnering tusken har oan de tiid dat Grutte John bij de feterinêre tsjinst wurke en dat Alfred him gauris dronken út it kafee slepe moatten hie en thúsbringe. Ada wist noch dat mem Grutte John helendal net lije mocht. Mem sei dat er smoarch wie fan it prûmkjen en dat er oaral brune rachels delkwitste. Se bewearde dat Grutte John noch noait ien dei yn syn libben arbeide hie, en dat er de boel bestjoerde as in prins.

Muoike Josephine rôp nei de keuken ‘Kom mar mei it lekkers.’ Twa heel blonde froulju kamen binnen, nicht Allie mei in grutte kanne dampende gleone sûkelademolke, en nicht Ada mei in blêd kopkes. Ada wie ferheard om har namgenoate dêr te sjen. Se hie heard dat nicht Ada bij har man wei wie, Barry Simmons, omdat se him mei in oare frou oer it mad kommen wie, mar Ada hie net ferwachte har wer te sjen bij har eigen folk. It berntsje fan har nicht, Frances, moast dêr dan ek ergens yn ’e hûs wêze. Wat tryst.

Nicht Ada sette de kopkes del. Se wie in foech heale foet koarter as Ada en foars, lykas har broers. Se skode in lok gouden hier fansiden. In glimke berûn har somber gesicht. Ada sloech de earms om har treurige nicht hinne en helle har hartlik oan. ‘Ik ha sa faak oan dij tocht.’

‘Hearken noch ta, ik wist net dat it minne nijs al sa fier súdlik kommen wie.’

Allie, dy’t de gleone kanne op tafel set hie, tikke Ada tsjin de

earmtakke. ‘Hoi.’ Allie wie langer as har suster, en in kreas ding, in echt mei rjemme opbrocht popke. Se wie it earste bern fan omke John en Josephine. Ada fûstke mei har. ‘Allie, sjochst der sa gelokkich út.’

Allie lake nei har sa’t allinne ien dy’t fereale is dat kin. Dikke John kaam der doe ek yn. Hij strûpte de bûntjas út en hong dy achter de doar. Hij wreau him yn syn koarte brede hannen. ‘No, Ada, wêrom giest net sitten? Of is der in stoel te min?’ Ada fûn in stoel tusken de nichten Ada en Allie.

Omke Grutte John streake syn read burd en seach tefreden nei Dikke John, syn soan en erfgenamt. Ada waard ien gewaar dy’t se net koe. Hij hie in smel gesicht en donker hier. Midden tusken al dy goudhierrige Englekings foel er op as in lyster tusken in flecht gielegouwen. ‘En wa is dat?’

Muoike Josephine seach ferheard. ‘Hiest noch noait fan myn earste bern heard? Ut myn earste houlik?’

‘Nee. Hij hat noait bij famyljereünys west.’

‘No, dat is dan gau ferholpen. Ada, dit is myn soan Wilmer Youngman.’ Wilmer fûstke stevich mei har.

Har waarme sûkelade drinkend begûn Ada har wat ôf te freegjen. ‘Muoike, yn sa’n lyts hûs, wêr yn ’e goedichheid sliepe jim allegear?’

‘O, wij rêde ús wol,’ sei muoike Josephine. ‘Wij stopje de jonges yn ien keamer en de famkes yn de oare.’

‘En de lytskes?’

‘Yn in rommelkeamer bij de trap.’

Grutte Paul fage mei de achterkant fan syn brede hân sûkelade fan syn lippen. ‘Winters is it net sa slim mei syn fiven op ien bêd.’ Hij seach Ada fansiden oan. ‘De trije yn ’e midden befrieze dan teminsten net.’

Wat in stel. En allegear famylje. ‘Ik sjoch dat jim as jonges nei deselde kapper gean. Ien út Bonnie hjir?’

‘Ja krekt, hjirwei.’ Dikke John knikte nei syn heit. ‘Hij ken mar ien manier. Mei skieppeskjirren yn ’e rûnte knippe mei in pispot op ’e holle.’

Omke John sei: ‘Sa besparje ik heel wat kwartsjes.’

Se smiet it derút foardat se op ’e tonge bite koe. ‘Jim lykje heel wat mear wille te hawwen as wij yn ús famylje.’

Ien fan omke John syn brûnzen wynbrauwen skeat omheech. ‘Soa, jim heit sit noch altyd slim yn noed oer syn skulden, h’n?’

‘Ja.’

‘Dy earme Alfred. Hij tilt swierder oan dat akkefytsje mei Bismarck as ik. Hij wie doe noch mar in jonkje, wistste, en wie stjerrende benaud fanwege de soldaten dy’t ús neisieten, en de stoarm op de Dollart, en doe’t we hast sonken mei ús boatsje. Hij is grif fergetten dat wij it yn

Oastfryslân o sa goed hienen. It iennige dat him noch heucht is dat we útnaaiden, en de earmoed yn Nederlân dêrnei. Dêrom binne wij úteinlik nei Amearika gongen. Om it hjir op in dei wer goed te hawwen.’ Omke John kjimde mei wisse fingers syn read burd. ‘En dat sille wij. Dat sit ús yn it bloed. En we ha der rjocht op.’

Ada betocht ynienen dat de reden dat omke Grutte John en syn âldere bern net op de Amerikaanse manier fûstken, miskien wie dat se yn it âlde lân út in heger fermidden kamen. Dêr hoegde pake Grutte John noait te fûstkjen. Baronnen fûstken net.

Allie frege: ‘Binne jim werklik noait ris fleurich bij jim thús?’

‘Net echt,’ sei Ada. Alle blauwe eagen stoarren har oan. Iderien naam in swolchje sûkelademolke.

‘O, wij rêde ús fierder wol, hear. Mar wij libje gewoan wat oars. Heit is in poerbêste man.’

Dikke Sherm hie in ûndogensk glimke op syn lippen. ‘Ja, hjir mei hast alles. Der is mar ien ding dat we hjir net dogge, en dat is lûdop ôfskite.’

De jonges laken allegearre, al siet omke Grutte John derbij as hie er neat heard. Muoike Josephine seach frijwat brimstich nei Dikke Sherm. ‘Foei.’ Doe seach se nei omke Grutte John. Koe hij syn bern net yn ’e stokken hâlde sa’t sij dat die mei Wilmer? ‘Skande.’

It koe Dikke Sherm neat skele. ‘Mar it is wol wier, of net, mem?’

Muoike Josephine bedarre wat doe’t Dikke Sherm har ‘mem’ neamde. ‘Gjin ûnfoech praat as de famkes derbij binne, graach.’

Ada begûn benaud te wurden yn har korset. Dat soarte fan fleurige âlde tiden hie se gjin ferlet fan. Omke John streake syn read burd. ‘Na, is der noch wat sûkelademolke?’

‘Genôch foar noch ien kop.’

Doe’t alles op wie, makke elk him klear foar op bêd. De jonges gongen nei bûten om te wetterjen en de froulju haasten har nei it kâlde húske achtern.

De famkeskeamer wie sa lyts, dat der mar krekt romte wie foar ien grut bêd. De rommelkeamer, dêr’t de lytskes sliepten, wie sels noch behindiger, amper rom genôch foar in trijekwart bêd. Yn it flauwe nachtljocht koe Ada dat tafriel fan al dy goudene kopkes, dy’t yn ferskillende hâldingen fan swiete sliep boppe de tsjokke tekkens útstieken, net bij har weikrije.

Der waard besletten dat Allie yn ’e midden sliepe soe tusken de twa Ada’s. De trije fammen praten sacht mei-inoar, soms flûsterjend, om der wis fan te wêzen dat de jonges har net hearre koenen. Sa no en dan klonk der út de jongeskeamer it geroft fan máljtjirgen.

Ada seach bij it útklaaien dat nicht Ada frouljusferbân droech. Dat

ferklearre ek wêrom't se der sa sleau útseach. Ada hie fernommen dat se soms sokke dagen sels ek wat minnichjes wie. Nicht Ada blaasde de lampe út. It duorre net lang of de benaude boppeferdjipping hong fol mei de rook fan de Englekings, fleizich, mei wat in healswiet-healsoere switlucht. Yn it midden gibeles Allie út en troch wat. It fleizige part fan har earm dat Ada oanrekke wie waarm.

Ynienen frege nicht Ada fan de oare kant fan it bêd mei in skerpe flûsterstim: 'Allie, hat Willie Alfredson dij al frege?'

'Watfoar fraach?'

'Om dij te trouwen, grutte sipel.'

'Nee.'

Nicht Ada snúfde. 'No, ik moat sizze datst in healwize suffert bist om it Willie dwaan te litten foardatst dyn papierke hast.'

'Bist gewoan jaloers.'

'Jaloers myn beppe. Stel do krijst in lytse poppe, tinkst dat er dan mei dij trout?'

'Jawis al.'

'Hmm. Ik ken de manlju. Barry hat mij ek net frege. Hij moast fan heit.'

'Miskien kin heit mij ek helpe, as it safier komt.'

'Sadat Willie dan in hekel oan dij krijt foar de rest fan syn libben? Nee, kinst no better nee sizze, dreech te winnen. Ast him no ôfstegerst, tinkt er letter dat er yn dij in lot út de lotterij hat. Yn pleats fan in bongel oan 'e foet.'

Allie lake wat yn harsels. It wie dúdlik dat se neat joech om de rie fan har suster.

'Do boartest mei fjoer, witst dat wol?'

'Miskien heart gefaar wol bij wille.'

'Ik praat wol wer mei dij ast it útraast yn de nacht dat dyn baby komt.'

'Mar it fielt sa lekker.'

'Ferneamde lêste wurden.'

Ada krige al wer in raar gefoel yn 't liif. Har nichten praten oer 'it' dwaan en bernkrijen ... hearken. Hjir lei se no, nei de Englekings fan Bonnie tastjoerd om te ferjitten wat Alvin mei dy faam dien hie, Matty. Se kreunde ynwindich. 'O Alvin,' tocht se, 'en ik hie mijsels noch wol foar dij bewarre, dat kostbere ûnoantaastbere juwiel fan mijsels dat de Heare tabeheart.'

Nicht Ada tilde de holle fan it kessen op. 'Is der wat te rêden, Ada?'

Ada hold de siken yn. Hie se lûdop praten? Se woe net dat de Englekings yn Bonnie wisten wat Alvin mei har dwaan wollen hie.

'Ada?'

‘O, neat.’

‘Do leist om te wrotten as soest in poppe krije.’

‘O, der is neat, hear.’

Nicht Ada flijde de holle yn it kessen. ‘Better fan net. It is al knap fol op dit bêd.’

Ada tocht: ‘Jonge, se kinne der mar net oer ophâlde. Altyd mar oan dy groede sitte te tyspeljen. Gjin wûnder dat der fan de Englekings sein wurdt dat “se fan in skaai fan stekkers ôfstamme mei de namme Ing” Swurdfjochters.’

Lang om let naam de sliep it oer yn it grôtfolle húske. Der wienen ferskillende snoarkerskoaren te hearren ûnder de lege puntsolders. Doe’t Ada yn ’e sliep betize rekke, fielde se noch altyd it plak dêr’t Alvin har betaast hie.

De oare moarns kaam Ada mei de famylje moai betiid fan bêd. De fammen makken it brea-iten klear, wylst de manlju yn de skuorre karweiken. Ada moast de skattige lytse Sadie helpe de tafel te dekken.

Doe’t se mei har allen oan tafel gongen, ûnder it oranje ljocht fan de treklampe boppe it midden fan de lange tafel, seach Ada ferbaasd op doe’t nicht Ada in grut board binnendroech mei kowefleis en spek en woarst, ja sels rivierkarper, wylst Allie der ynkaam mei in breed board fol wibelige heappen bôle. It fleis en de bôle waarden rjocht foar omke Grutte John delset. Der wienen ek ferskeidene bûterfloaten, kannen mei molke en rjemme, en in hege grize pot mei dampende kofje. In echte baronstafel. Ja, de Englekings fan Bonnie ieten der goed fan. Dat wie in heel ferskil mei heit syn nederige iterstafel thús.

Omke John siet yn syn hege draaistoel as in prins oan it haad fan de tafel.

Muoike Josephine siet yn in lytsere leunstoel as in prinses oan ’e oare ein fan de tafel. De jonges sieten yn in rige oan de kant it tichtst bij de doar en de fammen oan de kant fan de keuken. It jongste bern siet yn in tafelstoel nêst muoike Josephine, en nicht Ada har lyts famke, Frances, siet yn in oare tafelstoel tusken nicht Ada en Allie.

Earst waard der lang en formeel bidden, wêrbij’t it haad fan it hûs frege om de segen oer it iten en it wurk fan dy dei. Nei in plechtich ‘Amen’ seinen de bern fan trettjin en jonger in bernegebedsje op, dat troch gebrûk wat ôfsliten wie ta ‘Hearesegenjedisspiisamen’.

‘Na,’ spriek omke John, ‘yt lekker jim allegear.’ Hij bestoppe syn burd yn in linnense slaab, griep in board mei fleis, naam twa hompen kowefleis, in woarst, in stik spek, en joech it board doe troch oan syn âldste soan. Dikke John op syn beurt naam trije stikken kowefleis, twa woarsten, spek, in hompe karper, en joech it doe oer oan de op ien nei

âldste. It fleisboard gong stadich de rige bijlâns. Dêrnei kaam de bôle mei de bûter.

Tsjin de tiid dat it fleisboard bij styfsoan Wilmer Youngman oankaam, wie der net folle mear oer: ien lytse karper, fjouwer woarsten, en wat strypkes spek. Wilmer beseach it oerskot mei in skealik glimke. ‘Ik sjoch it al: as ik wat no oer is partsje moat mei mem en de famkes, dan moat der wer in wûnder gebeure as dat fan it sêdzjen fan de fiiftûzen. En ditkear allinne mei ien fiskje.’

Dy opmerking kaam krekt op it ferkearde momint. Dikke John hie krekt de mûle folstoppe mei kowefleis en bôle. In hommelse smûch sûgde it fleis in eintsje syn strôte yn, en hij smoarde. Hij besocht it omheech te hoastjen, mar dat slagge net. Hij prebearre it mei fûler te sykheljen, mar dat makke it allinne mar slimmer. Hij waard pears achter de earen.

Ada waard kjel. In stik fleis yn de kiel wie net om te laitsjen. Omke Grutte John syn eagen waarden sa grut as blauwe Fryske teepantsjes. Hij treau de stoel achterút, heve in hierrige hân tagelyk mei in mânse pânse, en hufte mei sa’n klap op de rêch fan Dikke John, dat in buffel derfan omtûmele wie.

It stik fleis skeat nei bûten ta.

Omke John frege: ‘Sa better?’

‘Ja,’ hime Dikke John. ‘Tankewol.’

‘Dat skeelde net folle, jonge.’

‘Ja.’ Doe’t syn kleur wer gewoan read wie, sei Dikke John tsjin de oaren mei in sneu glimke: ‘Sa’t ik al faker sein haw, ik hâld net fan grappen oan tafel as ik sit te iten.’ Mei in grutte brûnzen wynbrau omheechkrolle sei omke John tsjin Ada: ‘Smoare se bij jimme thús ek wolris yn it iten?’

Ada skodholle. ‘Nee, omke John, gjinien.’

‘Hmm. Dat komt dan fan myn earste frou har kant. Ik ha wolris heard dat it in famylje wie fan smoarders. Minne kielen.’

Dikke John snijde himsels noch in fjouwerkante lape fleis en briek ek noch in grou stik bôle ôf. Mei in rêstich glimke sei er: ‘It probleem is eigenlijk, wij binne in famylje dy’t leaver yn in grap smoot as yn iten,’ en hij loege doe noch in kear likefolle yn.

Omke John lies in stik út de âlde learen famyljebibel. ‘Yn it lân Oes hat ris in man wenne, dy hiet Job. Der foel neat op de man te sizzen, hij wie rjochtút, hie ûntsach foar God en moast neat hawwe fan it ferkearde. Hij krige sân soannen en trije dochters. Hij hie in beslach fee fan 7000 skiep en geiten, 3000 kamielen, 500 span oksen en 500 ezels. Fierder hie er withoefolle wurkfolk. De man stiek boppe alle lju fan it easten út.’

Dêrnei die er in gebed, en tanke Jehova foar de bjusterbaarlike groei fan syn eigen famylje, en ek foar de rynske taname fan syn besittingen. Hij hie ek noch in pear wize advizen foar de Heare. Dy streupers, dy't in pear reeën yn syn greiden hegerop sketten hienen, en dy Coopers dy't deroer prakkesearren om út de Lytse Tsjerke te stappen en har eigen protestantse Lytse Tsjerke te stichtsjen, en de Dútse Keizer, dy't noch altyd de Oastfriezen yn Dútslân narre, en de heidens yn Sina dy't noch altyd misjonarissen fermoarden dy't stjoerd wienen om har te rêden, en dy spotters sneins achter yn de tsjerke, dy't bij in lang gebed papieren propkes nei de famkeskant skeaten – al dy dogenieten moast Er mar even goed yn de hel skroeie litte, o Heare. 'Dat freegje wij yn Jezus' namme. Amen.'

'HearetankfoardisspiisAmen.'

Omke John treau de stoel achterút. Hij krige syn swiere kromme swarte piip fan de rooktafel en stiek dy oan. Doe gong er, wylst er syn read burd streake, as in koaning achteroerhingjen, klear om de opdrachten fan dy dei te jaan. Dikke John wie de earste dy't foar him stean gong.

'John, do nimst Geer mei en slachtest ús hjoed in boltsje. Mem seit dat we hast al wer troch ús farsk fleis hinne binne.'

'Ynoarder.' Dikke John wonk Geer en tegearre stapt se de stoepe út, loeken har skieppefeller jassen en skuon oan, en ferdwûnen yn de rjochting fan de skuorre.

'Sherman, Paul, jimme twa kinne wol wat hea ynhelje fan de bulte yn it leechlân. Twa weinfollen.'

'Bêst, heit.'

Nicht Ada wie de folgjende dy't foar it haad fan it hûs stie.

'Ada, dochter, do witst datst salang asto ûnder myn dak wennest...'

'... ik myn part fan it famyljewurk dwaan moat. Ja, wit ik, heit.'

'Moai sa. Dan geane do en Allie nei jim mem foar jim opdrachten.'

De lêste wie styfsoan Wilmer. Mar dy gong net foar de koaning fan de Englekings stean. Hij wachte nêst syn stoel.

'Wilmer.'

'Ja.'

'Gean nei jim mem foar dyn opdrachten.'

Muoike Josephine hold fan har autokratise man en ek fan har heitloaze soan. Har smelle lippen trillen, doe't se har skelk oer har rûne liif glêdstriek. 'Wilmer, ik leau grif dat heit wol wat foar dij te dwaan hat.' Wilmer syn grize eagen skitteren. Hij hie net sa folle op mei de feodale healwizigens fan syn styfheit.

'No, heit?'

Dat syn styfsoan him 'heit' neamde fertrage altyd it âlde swierlivige

haad fan it hûs wat. Op syn lippen kôgjend as wie it in taai stik krasbien, sei omke John stadich: 'No, miskien kinst Swifty foar mij ynspanne en nei de doar bringe.'

'Mei ik jo nei de stêd ride, heit? Ienkear? As geunst?'

'Nee.'

Wilmer knikte. 'Ik mei thûsbliuwe en it smoarge wurk dwaan, h'n?'

Omke John syn read burd krôle omheech fan lilken. 'Ik sei fan nee.'

'Ik fal jo dêr net lêstich. Ik bliuw wol yn de buggy.'

'Wilmer!' warskôge muoike Josephine. 'Doch wat heit seit.'

'No, goed dan.' Wilmer loek syn skieppefellen jas en de reade gaspskuon oan, sette de wintermûtse op, en gong nei bûten ta.

Ada wie poer op har omke. Dy grutte fariseeër. Iderien wist wêrom't omke John allinne nei de stêd woe. Om him yn it kafee fol te jitten. Heit sei dat er soms sa oansketten wie, dat er sûnder syn merje Swifty net thûskommen wie. En as Swifty dan op it hiem kaam, dan stoppe er foarhûs om omke John der útrûgelje te litten, en dan wachte er lang genôch om der wis fan te wêzen dat er de doar helle, om dan nei de skuorre te rinnen, dêr't de jonges, Wilmer almeast, him dan útspanden en op stâl setten. Heit sei dat Swifty in o sa skrandere hynder wie. As omke John soms de trein nei Sioux City naam, stjoerde er Swifty allinne nei hûs ta. As de lju dan besochten om him te fangen, sprong er oan de kant en snjitte er bij har lâns.

Doe't de piip lang om let út wie, kloppe omke Grutte John de jiske út, pakte in stik brúnkleurige prûmtabak en biet der in stik ôf. Dat stoppe er yn in hoeke fan syn wang. Doe kaam er mei lijen oerein, hyste himsels stinnend yn in jas fan waskbearefel, en gong op it stoepetrepke op syn hynder en buggy stean te wachtsjen. Gjiniens doarst in wurd te sizzen. Se gongen allegear stilwei oan it wurk. De lytse bern gongen, doe't se oanklaaid wienen, mei in sachte groet fuort. Ada holp har nichten om de breatafel ôf te romjen. Se fiede har ûnwennich. Dit wie helendal net it soarte famylje dêr't se oan wend wie.

Doe't de boarden oprêden wienen, frege nicht Ada har om mei te gean om te helpen bij it skjinmeitsjen fan de rjemmeskieder en de amers yn de molkenkeamer. Ada stroep in liende duffel oan en yn har eigen poallearzens folge se bûtendoar har nicht nei in wyt skuorke, sa'n fyftjin trêden fan it hûs ôf. Se droegen beide in teetsjettel siedend wetter. De sinne wie krekt op, read en kâld. Ut en troch saaiden der blinkende sniekrystallen omleech út de blauwe loft. Nicht Ada seach op de termometer dy't yn it skaad fan de molkenkeamer hong.

'Min 32 graden. Godskes!' De twa fammen treauwen de doar iepen. Der hong in lucht fan âlde hüttenkâse ûnder de lege solder. Nicht Ada

begûn de rjemmeskieder útinoar te heljen, troch de boppekant derôf te draaien en de bussen derút te heljen. Ada geat wat hjit wetter yn de tank. Nicht Ada wurke in skoftke sûnder in wurd te sizzen, en sei doe ynienen: ‘Soms haw ik spyt dat ik skieden bin fan Barry.’

Ada sei ferbjustere: ‘Ik tocht dat jim allinne bijinoar wei wienen.’

‘Nee, we binne echt skieden. Yn Rock Falls. We ha it stilholden.’ Se glimke wat soer. ‘O, skieden is net sa aaklik as wol sein wurdt. As it moat, dan dochst it.’

Ada tocht oan Alvin. Stel dat se ôfrûne winter mei Alvin trouw wie en dat letter bliken dien hie dat er it mei dy faam, Matty, dien hie. Soe se dan fan him skieden wêze? Hoe aaklik it ek wie, se soe him miskien toch ferjûn hawwe.

Nicht Ada sei: ‘Ja, foar in frou is der noait wat oan. Hâld even dit lid fêst, wolste?’ Direkt doe’t har fingers it kâlde metaal roerden, moast se nei it húske.

‘It spyt mij, ik moat even gau ergens hinne.’

‘Sit dêr net te lang, of dyn kûnt befriest.’ Doe’t se fan it húske kaam, tocht Ada dat se ien op in harmoanika spyljen hearde. It ljocht fan de sinne ergens yn in treurwylch tichtbij trof har eagen. Deun bij de punt. Mei de hân boppe de eagen seach se úteinlik wat it wie. In harmoanika. Se hie it goed heard. Ien hie him dêr omheechsmitten en bij tafal wie er oan in lyts tûkje hingjen bleaun. It suchtsje noardewyn wie krekt sterk genôch om de tonkjes yn beweging te bringen, mei in leech treurich lûd.

Doe’t se de molkenkeamer wer ynkaam frege se: ‘Wa hat dy harmoanika yn dy wylch goaid?’

Nicht Ada skode de bussen fan de rjemmeskieder hinne en wer yn in bak dampend wetter. ‘Dikke John. Ferline jier hat er dy fan ús op syn jierdei krigen, en op in gleone snein woe er dêrop spyljen leare. Hij siet in oere op it húske om it ûnder de slach te krijen. Mar doe’t dat net woe, loek er úteinlik syn broek omheech en hat er de harmoanika fuortsoald. Tafallich kaam er dêr telâne.’

Ada seach Dikke John foar har. Krekt wat foar him. ‘Koe in oar yn de famylje dêr net op spylje?’

‘Gjinien hie der niget oan.’

‘Jammer.’

‘No, asto sa graach ien dêrop spyljen hearre wolst, soenen wij miskien Grutte Alf komme litte moatte om derop te blazen. Dy kin dat heel goed.’

‘Wa is Grutte Alf?’

‘Ien fan de Alfredsonjonges. Wurket bij George Pullman, noardlik fan ús.’

‘Do klinkst as meist dy Alf graach.’

‘Doch ik ek,’ sei nicht Ada neutraal. ‘Ik hie better mei him trouwe kinnen.’

‘Wêrom hast dat net dien, dan?’

‘Hij hat mij nooit frege. Hij heart bij dat ploechje dat nei de dûnsfeestjes giet hjirre, dat ik seach him net sa faak.’ Nicht Ada skodholle. ‘Boppedat, hij hat grif tocht dat ik te lyts en te dik foar him wie.’ Mei in skym fan in glimke sei se: ‘Jonge noch ta, dat is in langnien.’

Ada waard nijsgjirrich. ‘Langer as mij?’

‘As dij? Ha, hast wol in kop.’

Der klonk geflok en gestamp op it hiem, en it lûd fan in wyld skoppend beest yn syn túch. De beide fammen kipen troch de doar om even te sjen. Dikke John en Geer stienen mei in grize mûzel te wrakseljen en achter de ezel lei in bliedend read boltsje oer de grûn mei de hals krekt trochsnien.

It duorre even foar’t de fammen begriepen wat der te rêden wie. De achterpoaten fan de bolle wienen oan in sile fêstbûn. Dêr siet in tou oan dat troch in katrol boppe har yn de tellereed fan de nôtskuorre rûn en dan wer nei in twadde sile, dy’t oan de mûzel fêstsiet. Dikke John en Geer prebearren de mûzel it boltsje ophise te litten, sadat it karkas mei de kop nei ûnderen leechbliede koe. Geer skuorde oan de team fan de ezel en Dikke John hufte op de kûnt fan it dier om mei in eintsje balke. Mar wat mear John op de grize mûzel omraamde, wat mear dat dy tsjinaksele. No en dan skopte de mûzel fûleindich en kweaardich mei syn beide achterpoaten nei John, om him krekt as er de balke omheechswaaide te grazen te nimmen.

‘Dat earne beest,’ flûstere Ada.

‘Gjin plak foar slampampers op dizze pleats,’ sei nicht Ada.

Ada tocht: ‘Ja, behalve foar omke John.’

Dikke John krige lang om let in reis tsjin it liif fan in giseljende hoef. Doe hie er syn nocht. Hij liet it eintsje balke falle, gong foar de grize mûzel stean, rôle de fûst en joech him in oplawibus op de foarholle. De ezel sabele derhinne as wie er troch in slaai troffen. Troch dy fal skeat de team út Geer syn hannen. Doe, noch altyd dûm fan ynholden lilken, en knarsend op syn grutte wite toskan, griep John de ezel bij de team en begûn him mei te skuorren de kant út dêr’t er him earst hinne hawwe woe. De line nei de bolle kaam strak te stean en, o wûnder, it boltsje kaam los fan de grûn. Doe’t it heech genôch wie, grânzge dikke John tusken syn toskan troch: ‘Geer, lis mar in knoop yn dat tou. Ik tink dat er no wol heech genôch hinget.’

Geer sloech it tou om de doarklink hinne fan de nôtskuorre.

‘Ynoarder.’ John liet de team fan de mûzel los en de ezel glied op de grûn, noch altyd yn ’e sûs.

‘Godskes!’ sei Geer, noch altyd ferbjustere oer dikke John syn demonstraasje fan kracht.

‘Ja,’ sei dikke John, syn wanten tsjininoar slaand, ‘ik hie besletten dat Gertie ús helpe soe, ek as ik har sels lûke moast.’

Ada barste yn laitsjen út. It idee dat dikke John in bewusteloaze Gertie in boltsje optakelje liet, wylst er krekt sa goed it boltsje sels omheechlûke kind hie, wie no echt John. Ada moast der sa fan laitsje, dat se der krom fan stean gean moast.

Nicht Ada koe dat laitsjen net ferneare. ‘Ik sjoch net yn wat dêr no sa grappich oan is.’

‘O nee? Wachtsje mar oant ik it oan ús heit fertel. Ha-ha-ha. Dy laket him slop.’

Dy jûns om njoggen oere gong de famylje om de lange tafel sitten foar in donut en in kop súkelademoke. De âld koaning siet op syn plak oan ’e ein fan de tafel. Syn noas wie read. Luchtsjes fan mei alkohol trochsoppe fleis stiigden op fan syn griis burd. Der waard stevich tsierd troch dikke Sherm en dikke John. Sherm koe it net hawwe dat omke John ferklearre hie dat dikke John miskien wol like sterk wie as Simson yn ’e Bibel.

Sherm sei: ‘Do komst noch wol in kear in mûlezelinne tsjin dy’t dij moares leart.’ Geer moast noch glimkje doe’t er der wer oan tocht. ‘Gertie hat dat fan ’e moarn al hast dien. Dy lêste traap fan har, dat skeelde net folle.’

Dikke John striek mei de hân oer it plak dêr’t Gertie har hoof him in reis ferkocht hie. ‘Dat hienen jim ris sjen moatten,’ gong Geer troch, ‘sels al hie Gertie dat wollen, dan hie se dat boltsje net flugger omheech takelje kinnen as John die.’

‘Ha!’ spotte Sherm. ‘Sa sterk is hij net.’

Blonde Geer mocht John graach. Hij naam Sherm strak sjend op. ‘Ik wol wedzje dat er dij en iderien dyst mar neamst, ferslacht bij it biezemstoklûken.’

‘Noait in kear.’

‘Kom mar op.’

‘Mei grutte Paul en mijsels?’

‘Ja, kom mar op.’

‘Goed dan, as dikke John meidocht.’

‘John?’

Dikke John naam noch in hap fan syn donut en bearde dat er oer de weddenskip nei siet te tinken. Hij naam in swolchje fan de dampende súkelademolke, en fage mei soarch syn lippen ôf.

‘Goed dan. Mar we kinne better in foarkestok brûke. In biezemstok brekt midstwa.’

Wilmer lake. ‘Mei al dy riesel oan beide kanten kinne jim better in sile brûke.’

Muoike Josephine seach him even warskôgjend oan.

Dikke John seach dat. ‘It is wol goed, mem. Wilmer hat gelyk.’ Dikke John joech in klap op syn liif. ‘We binne allegear te dik.’ Hij glimke nei Geer. ‘Bûtendoar bij de foardoar stiet wol in donggripe.’ Geer helle him op. Doe’t er wer yn ’e hûs kaam, seach er wakker ferbjistere.

‘Witt’ jim wol hoe kâld it bûtendoar is?’

Dikke John gong stean. ‘Minstens tritich ûnder nul.’

‘Achtentritich. Tink ris yn wat dat moarnier is.’

Omke John begûn fuort syn swart ûnderhimd ticht te knoopen. ‘Wilmer, mear koal yn de fulkachel. En mear maiskolven yn de keukenkachel.’

Wilmer die wat him opdroegen waard, in fijannich glimke op syn beweechlike lippen. Sherm pakte de gripe en gong op in ovaal stik flierkleed sitten. ‘Paul, gean hjir nêst mij sitten.’

‘Net op myn nije kleed,’ rôp muoike Josephine. ‘Jim skuorre dat oan flarden mei jim rare keunsten.’

Omke Grutte John wie it dêr mei iens. ‘Dêr, op it keale linoaleum.’

Sherm en Paul gongen tsjinoer dikke John sitten mei de gripestâle tusken har yn. Sherm treau de soallen fan syn beide skuon tsjin de soal fan dikke John syn rjochterskoech en Paul treau de soallen fan syn skuon tsjin John syn linkerskoech. Mei de gripestâle horizontaal tusken har yn krekt boppe de teannen, hold Sherm de stâle ticht bij de rjochterhân fan John beet, en Paul die dat bij John syn linkerhân. Omke John rôle tichter nei har ta op syn draaistoel. ‘Klear?’

‘Ja,’ grânzgen se alle trije.

‘Goed dan. Ien, twa, trije – los!’

De trije bearen hongen út alle macht achteroer. Se stinden. Se wrakselen om har knibbels rjocht te hâlden. Gesichten waarden plakkerich read. De gripetinen glinsteren yn it giele ljocht. Ylplakken pipen op de glêde stâle. Overallen stienen oan brekken ta stiif om tsjokke lange boppeskonken hinne. Der waard stind. Ienkear in ynholden skeet.

Op it lêst kamen de kûnten fan grutte Paul en dikke Sherm stadichoan los fan de flier, ien tombreed, twa tombreed. Dikke John loek noch ien kear ferskuorrend fûl en doe waarden Paul en Sherm yn ien kear oereinskuord.

‘Hij is werklik in Simson,’ ferklearre omke John.

Sherm syn stymske lippen stieken nei foaren. Hij pakte de gripe. ‘Do lûkst net earlik, John.’

John klaude oerein. ‘Hoedatsa?’

‘Om sa ien fleane te litten. Do witst dat ik dêr altyd om gnize moat.’

‘Sjoch do mar nei dijsels. De earste dy’t it opmerkt is de lêste dy’t it tajout.’

Sherm krige wer in reade kleur. Hij stie dêr mei de donggripe yn ’e hannen. De tinen glinsteren yn it lampeljocht.

Dikke John gong wer sitten. ‘Kom jonge, gean do no ek mar sitten.’

‘Nee.’ Sherm stiek de gripe oer John hinne en spytste in donut fan de steapel op it koekjesboard.

‘Nee, nee,’ sei muoike Josephine brimstich. ‘Wat moat Ada no wol net tinke?’

Sherm biet mei syn tosken de donut fan de gripetine. ‘Kin mij neat skele.’

Omke John fûn dat ek mar neat. ‘Do witst wêr’t dy gripe west hat. Nei bûten dêrmei, Sherman.’

Noch altyd stúmjend sette dikke Sherm him yn ’e keuken oan ’e kant.

Wilmer riek himsels út. ‘It is leau ik tiid om te sjen oft de stjerren noch te plak stean.’ Hij pakte de gripe en naam him mei nei bûten ta. Ada siet wat te glimkjen. Wat in nuvere famylje wienen dy Englekings út Bonnie toch. In pear minuten letter kaam Wilmer der wer yn. Doe’t er de doar achter him tichtdie, moast er ûnwillekeurich huverje.

Ada seach dat. ‘Is it echt sa kâld bûtendoar?’

‘Ada, it is dêr sa kâld, dat myn wetter ta in reinbôge befrear foardat it de grûn rekke. En ast mij net leaust, sjoch sels mar. Hij stiet dêr krekt bûten de doar.’

Ada moast doe sa slim laitsje, dat se op ’t lêst fan de stoel op de linoaleumflier rûgele.

‘No, no,’ sei omke John glimkjend, ‘jonge noch ta, ien út de húshâlding fan myn broer kin in bytsje laitsje.’

‘Ja,’ sei nicht Ada, ‘te oardelen nei hoe’t se earst die hjir, koe ik net leauwe dat se wist wat in pisser wie.’

‘No, no,’ sei muoike Josephine, ‘sa kin ’t wol wer, net?’

Dikke John wibele mei syn earen. ‘Watsto bedoelst wie, datsto net tocht hiest dat se wist wat in plasser wie. Dat klinkt wat fatsoenliker.’

Ada ❀ 4

Dy sneontejûns parse de Englekingploech him yn in rydtúch en ried oer de achterôfdyk nei de Stallings, sa’n oardel myl nei it noarden. De Stallings hienen de buert útnoege foar in ‘fuij’. John, Sherm, Paul en Geer sieten foaryn; nicht Ada, Allie en Ada sieten achtern. Wilmer wie net meigongen. Dy hie in ôfspraak mei in buorfamke. It wie net

kâld bûten, sa'n fiif graden ûnder nul, en iderien wie noflik waarm yn syn skieppefacht en moffen.

Der brânden twa lantearnen op it hiem fan de Stallings, ien bij it hûs en de oare bij de skuorre. Der stienen ferskillende spannen lâns it stek fan de finne. Dikke John sette har hynders fêst oan 'e ein fan de rige. Op de heasolder siet ien op de harmoanika te spyljen as wie it foar in langlyn ferlerne maat.

De Englekings rûnen de skuorre yn en doe in skuorrereed lâns nei in houten ljedder. Fanwege al dat gestamp dêrboppe hong de lucht dêrûnder fol mei heastof. Hoastjend beklommen de Englekings achter elkoar oan de ljedder nei de heasolder.

In seistal lantearnen ferljochte de hele solder. Rûge houten, troch de tiid ferware dakspanten, riisden keal omheech nei in izeren heatakelrail ûnder de naal. Hea en skuonlear hienen de âlde fjurrenhouten flier glânzich brún glêdpoetst. Hjir en dêr glommen drippen hurde hars as kornalyn. It âlde hout roek as opdroege wylde roazen.

Jonge fammen sieten op improvisearde banken ûnder de skeane spanten. Jonge keardels stienen yn groepkes bijinoar te roken en ferhalen te fertellen. Fjouwer steltsjes giselen op de flier troch de fêste bewegings hinne fan in soarte fan kwadrille dy't bekend stie as "De âldfammen". In âldman mei in hals as fan in kalkoen rôp de dûnsfigueren ôf, wylst in lange jonge fint lûd op in grutte sulveren harmoanika ompûste.

Ada stapte achterút. 'Mar dat is dûnsjen.'

'Jawis,' sei Sherm, 'wat tochtst oars dat it wie.'

'Mar jim seinen in fuif.'

'Krekt,' sei Sherm, en bearde as soe er har tsjin de skinen traapje, 'wat oars?'

'Ik tocht dat it ergens wêze soe dêr't we spultsjes dwaan soenen. En dat jim jonges jim keunsten úthelje soenen. Miskien sels om foar it ein fan de jûn in goed serieus petear te hawwen. En dan fansels wat iten en drinken.'

Sherm lake: 'O ja, dat is der ek. Dy jonges dêre steane net allinne mar wat te praten.'

Ada waard bleek. 'Do bedoelst ... whisky?'

'O nee. Wij drinke net.' Sherm gniisde synysk. 'Heit docht dat al genôch foar de hele famylje.'

Ada hie spyt dat se it frege hie. 'Ik tink dat ik better fuortgean kin. Ik rin wol nei hûs ta.'

Nicht Ada naam har bij de earm. 'Och, kom no ju. Bisto echt sa bang foar jim heit?'

'Ik bin banger foar myn Skepper.'

'Komt op 't selde del.'

Ada begriep dy taspiling. Nicht Ada hie in skerpe tonge. ‘Is dit net it plak dêrst Barry Simmons kennen leard hast?’

‘Och Ada, krimmenikus, wês no net sa’n spulbrekster. Genietsje fan it libben. It is sa hearlik om twa skonken te hawwen.’

It gepûst op de harmoanika hie syn útwurking op Ada. Se seach nei de lange musikus dy’t der op los blies. Syn pikswart slaggerich hier foel har op, syn stevige rôzige noas, en doe’t er se heel even iepene tusken de muzykfrazen troch, syn djiplizzende grize eagen. Nicht Ada fernaam wêr’t se nei seach. ‘Wat spilet er goed, h’n? Hie ik mar op him wachte. Alfred Alfredson.’

‘Ja, hij spilet knap.’

‘Soest him ris de kwadrille springen sjen moatte as de âlde Wickett op it jankhout omfiket. Dy lange skonken fan him binne krekt in fleanende skjirre.’

Allie seach ek nei lange Alf. ‘Hij is noch better op roltsjeredens. Lykas syn neef Willie.’

Ada seach Allie even hoeden oan. ‘Do bedoelst de Willie dy’t ...’

‘Ja, dy.’ Allie har rôze tongpuntsje ferskynde even.

Ada huvere. Mei in man yn in buggy te riden rûn der altyd op út dat er besocht syn hân yn dyn ûnderbroek te wrotten. Se stiek de noas yn har mof. Lange Alf begûn in nij wyske te spyljen en âlde Wickett rôp:

‘Dûk nei de oester, hup, hup, hup,
Dûk nei de skelp, en hup, hup, hup,
Dûk en dan omheech’

Nicht Ada en Allie waarden troch jonges út de buert útnoege nei de glêde flier. John en Sherm sochten doe ek partners. Ada fernaam dat de lju fan Bonnie har nichten graach lije mochten. Dat wie beslist heel wat oars as bij har thús. Dêr hienen allinne de minsken fan de tsjerke gedoente mei har heit syn famylje.

Der waarden fluch fjouwer kwadrilles foarme. De brune heasolder kreahe, der kamen wolkjes stof tusken de naden wei, en de planken weagen yn ’e midden as de swiere Englekings bij de wikselingen tafallich bijelkoar yn ’e rûnte draaiden. De rook fan droege wylde roazen waard hieltyd sterker.

Ada gong op in skammel fan planken sitten. Se moast har der op de iene of oare manier trochhinne slaan. O heit. Se wie no al bang foar syn trochkringende eagen. De twa Stallingsjonges oan de oare kant hienen nei Ada stien te sjen en doe’t se har allinne sitten seagen, besleaten se it derop te weagjen. Se kamen fansiden op har ta, mei de blonde kop wat nei ûnderen, de wrede hannen yn ’e bûse mei de tomme derbûten. It

wienen gewante knapen, mei brede skouders. De langste spriek earst: 'Ik bin Bart Stallings. Wolst in fyfde kwadrille mei ús meitsje?'

'Ik dûnsje net. Myn fuotten binne te grut.'

De oare Stallingsjonge fûn har in rare kwibus. 'Ik bin Hector. Myn fuotten binne ek te grut. Dûnsje mei mij, ast myn broer net sitten sjochst.'

'Nee. Echt, ik dûnsje net.'

'Do hâldst ús foar de gek.'

'Nee, echt wier. Ik kin it net iens.'

'It is maklik. Allinne mar de holle omheechhâlde, krekt as lûkt ien dij oan de leie. En dyn fuotten op de flier hâlde. Mear is it net.'

Ada fielde dat har wangen bleek waarden. De âlde Wickett syn fluitstimke klom in oktaaf, en pripte troch it lûde stampen fan de learen soallen hinne:

'Draaie no yn 'e midden fan de flier,
Dûk nei dyn oester en no wer omheech.'

Ada besleat dat se mar it bêste fuortgean koe om dan hooplik in heechsteand persoan yn 'e hûs te finen. Se gong sa fluch oerein dat har blauwe cape fan har skouders opwaaide. De lytste fan de Stallingsjonges die in stap tebek.

'Jezus, ik hearde datst lang wiest. Jonge, bist noch langer as myn broer hjirre.'

Yn har stive korset sjenearde Ada har ynwindich even. Op de ien of oare manier koe se noch rêstich sizze: 'Komt tink ik fan myn hege hakken.'

Hector koe al gau wer igaalwei sizze: 'O, hindert neat, hear. Wat grutter ast bist, wat mear ast dwaan kinst.'

'Spyt mij.'

Bart pakte har gemiensum bij de earm. 'Ik mei wol oer lange froulju.' Ada loek resolút de earm werom.

'Wat is hjir te rêden?' frege in ynnimmende manljusstim. Ada moast omheech sjen. It wie de swarthierrige harmoanikaspjilder, Alfred Alfredson. It duorre even foar't se besepte dat de muzyk feroare wie wylst se de Stallingsjonges ôfsâlte. De âlde Wickett bespile no de fioele en in oar rôp de kwadrilles ôf.

De Stallingsjonges wienen nytlich om dat tuskenbeide kommen. 'Hâld dij derbûten, Alf.'

'Ik sis nochris, wat is hjir te rêden?'

Ada sei: 'Ik bin gjin foarstander fan dûnsjen.'

'No, dame, dit is net echt dûnsjen, witt' je.' Alfred seach glimkjend op har del. 'It is mar in spultsje fan op en del hippen.'

Ada seach him lang hifkjend oan. ‘Jo witte heel goed dat der yn de eagen fan de Heare yn wêzen gjin ferskil is.’ Har djiplizzende eagen krigen de ljochtblauwe gloede fan in koalefjoer.

‘Mar wat dan, as ik tink dat dûnsjen en hippen beide ynoarder binne?’

‘Beide binne fan de wrâld.’

‘Hoe komt it dan dat der hjir safolle fan jim Lytse Tsjerke binne?’ Alfred swaaide mei in lange earm nei de hippers. ‘De Pippes, de Lemons, de Tammings, de Ettens, de Fabers, de Coopers – se binne allegearre hjir.’

‘Ik kin net foar harren prate. Hokker tsjerke geane jo ek al wer hinne?’

‘Nei de kongregasjonalisten. Mei de famylje George Pullman. As se geane.’

‘As se geane. No, jo grutte heiden.’

Alfred seach har opnij gleon oan. ‘Dame, jo sille op de dei fan it Oardeel noch in o sa ferbjistere famke wêze, as jo ûntdekke dat dêr likefolle kongregasjonalisten binne as lidmaten fan de Lytse Tsjerke.’

‘Fine jo dan healwiis mâltsjirgen goed?’

‘Dame, der is gjin frou op ’e wrâld dy’t ik net rjocht yn de eagen sjen kin. Op mij falt neat te sizzen. En ik bin grutsk dat ik dat sizze kin.’

Ada tocht: ‘Moai.’ Se fûn it net ûnaardich dat se nei him omheechsjen moast. Hij like sels noch langer te wêzen as Alvin. Foar ien kear fiede se har net lomp. Bart griep har wer besitterich bij de earm. ‘Dy’t it earst oan ’e mole komt, dy mealt it earst. Dat makket har mines.’

Ada loek nochris har earm werom, ditkear wat wrantelich. ‘Ik hie hjir noait komme moatten. Ik wist net wat jim mei “fuif” bedoelden. It spyt mij, mar dûnsjen en drinken past net bij myn leauwe.’

Bart seach har spotsk oan. ‘Wat dogge jim dan foar de aardichheid?’

‘Sjonge.’

‘Sjonge?’

‘Ja, ik ha myn Heare leaf en priizgje him graach yn myn lieten.’ De Stallingsjonges dienen in stap tebek, en stoarren har oan. Ada stiek de hele earm troch de mof en pakte de boppeste trime fan de ljedder om nei ûnderen te gean.

‘Lit mij jo even helpe,’ sei Alfred wat freonliker.

‘Hoecht net.’

‘Echt net?’

‘Ja, mar likegoed betanke.’ Alfred seach hoe’t se nei ûnderen kladdere.

‘Goeie.’

‘Goeie.’

Ada stapte op de flier fan de skuorrereed. Ald hea knispere ûnder har fuotten. Om har hinne hong de lucht fan âld luzernegers. Yn it lantearneljocht liken de houten balken krekt pylders fan goud. Se tocht

even nei. Boppe har klage en krimmenearde de fioele. De stim fan de ôfropper rôp ‘mei de rêch nei elkoar ta’, en fuotten stampten en draaiden yn de hoeken om. Yn it skimerige ljocht foel har each op in âld stoel yn de hoeke mei it hynstegereid.

Se treau in lege draaidoar iepen, en paste dêrbij op dat har jurk der net tsjinoan kaam, stapte oer in pear fallen helters hinne, fage de stoel ôf mei har mof, sloech dêr doe it stof fan ôf, en gong foarsichtich sitten. Se siet dêr allinne, berêstend. De dûnsers boppe har dûnsen it wyske “Triuw dat aardich famke nei mij ta”. Yn it healtsjuster koe se krekt in ûnbidich grut spinreach sjen dat tusken in heak foar it túch en in knop foar de beage hong. Túchjes yn it âlde reach gloeiden as âlde útdôve stjerren. Der hong in sachte lucht yn de loft as fan âld ferskronfele lear.

Doe’t de Englekings om ien oere thúskamen, fûnen se omke John en muoike Josephine noch yn ‘e keamer, mei de fuotten roasterjend op de stange fan de koalebrander. Omke John siet yn gedichten fan Gysbert Japicx te lêzen en muoike Josephine lies yn it wykbleedsje fan de tsjerke, De Wachter. Doe’t it stel binnenrûgele seagen se beide op ‘e klok. Omke John lei syn boek op ‘e kop op syn knibbel. ‘No, ha jim jim wat fermakke?’

Sherm hold syn hannen boppe de kachel. ‘Iderien, behalve Ada.’

‘O ja?’ Omke John seach har freegjend oan mei syn grize eagen. ‘En wêrom sij net?’

‘Se seit, dat har godstsjinst willemeitsjen ferbiedt.’

‘Is har godstsjinst dan sa oars as dy fan ús?’

Ada sei: ‘Ik hoopje fan net.’

Omke John seach har skerp oan. ‘Dus, do bist te goed foar ús feestjes yn Bonnie, h’n?’

‘Ik kin dûnsjen net goedfine.’

‘Wêrom net?’

‘It kin liede ta fersikingen fan it fleis.’ Ada gong bij de kachel stean.

‘Kaam Kening David net in kear dûnsjend foar de Heare Jeruzalem yn?’

‘Dat wie yn dy tiid. En it wie út freugde.’

‘En as jongelju hjoed de dei dûnsje, dan is dat net út freugde?’

Ada wist net wat se dêrop sizze moast. Har omke ferbaasde har hieltyd wer. Dom wie er net.

‘De Bibel hat it dus ferkeard as der stiet “Loovje Him mei tromme en dûns”?’

‘Wêr stiet dat?’ Ada waarme har noflik oan de kachel.

‘Psalm 150.’

‘Ik tink dat it dûnsjen fan no toch sûndich is.’

Omke John skodholle. ‘Dêr skiede myn wegen har fan dy fan jim

heit en mem. Ik leau tafallich dat God ús in lichem jûn hat om fan te genietsjen, salang't wij der mar gjin misbrûk fan meitsje. En ik bin bang dat jim heit dat geskink, ús lichem, net sa heech hat –' en hjir joech er in klap op syn boarst. Dat wie goed sein. Hij sei: 'Jim heit ... jo koenen him net wat ûntspanne litte om wat wille te meitsjen. It wie krekt in klok dy't te stiif opwûn wie.'

Ada besocht it yn oarewei: 'Fine jo dan net dat fergif jitten yn dat geskink fan God ferkeard is?'

'Hmm.' Omke John krige wat in kaam boppe syn grut read burd. 'Wat dat wûnder fan dy brulloft oangiet, freegje ik mij ôf hoe't Jezus oan syn Heit al dy ekstra wyn foar de gasten ferklearre hat?'

Ada kaam doe mei in tekst dêrtsjinyn: ' "In fretter is it, in sûper, in freon fan tolgarders en sûnders".'

In âld glimke foarme him yn it reade burd fan omke John. 'Mar dat waard sein troch de fariseeërs, doe't sij mei de finger nei Jezus wiisden omdat Er bij gelegenheid wyn dronk.'

'Wêr stiet dat?'

'Lukas 7, fers 30 oant 35.' Omke John syn skerp waarnimmende eagen heakken har even oan har boezem.

Dikke John kaam de wenkeamer yn. Hij fernaam fuort dat se wurden hienen. 'Ik hoopje net dat jim Ada narje. It is har eigen saak as se net dûnsje wol.'

Nicht Ada koe in lêste stikelige opmerking net ynhâlde: 'Ada, wêrom giest net bij de Katolike Tsjerke, om dan non te wurden?'

Dikke John grânzge: 'Ik sei, narje har net.'

Omke John striek stadich mei syn dikke woarstfingers troch syn burd. 'It probleem mei myn broer Alfred is, hij hat de gelofte dien fan de Nazarener, sadat er sels net wiete druven ite mei, lit stean rezinen.' Ada seach even nei it boek dat har omke oan it lêzen wie. 'Stiet dat yn dat boek?'

'Gysbert Japicx? O nee. Gysbert fertelt oer Reamer, dy't sa graach it plattelân op wol, dêr't er ienfâldige en oprjochte minsken fine kin.'

'Heit, pas op,' warskôge dikke John.

De oare deis, doe't de sinne sawat ûndergong, rûn Ada mei in amerfol aaien it hiem oer, en wie ferheard wer harmoanikamuzyk te hearren. Se seach nei de wylch. Mar it lûd kaam dêr net wei. It kaam achter har wei.

Se draaide har om, en makke mei har skuon in piipjend lûd op de beferzen grûn. Op it achterôfdykje nei it noarden ried in hynder-en-weintsje. Alfred Alfredson. Dat wie krekt syn muzykmeitsjen. Se betocht dat de jonges sein hienen dat Alfred op syn frije snein graach even lâns kaam. De knap útsjende buggy rôle even in ynsinking fan

it dykje yn en ferdwûn heal. Al gau kaam er der wer boppe-út. Ja, it wie Alfred. Hij hie har mei in amerfol aaien it hiem oerstekken sjoen en fluch syn harmoanika foar it ljocht heljend wie er foar har begûn te spyljen.

Se wie bang dat se flaufalle soe. Sûnt se as alvejierrige groepinen hân hie, hie se no en dan koartamich west. Dat hie se ek hân doe't se pas mei Alvin om begûn te gean. Se tocht bij harsels: 'Hij kin mij hjir better net oantreffe sa midden op it hiem.' Se stiek de noas ûnder de omslachdoek en snjitte de keuken yn.

Nicht Ada stie bij it rût. Se hie mei in finger de gerdinen oan kant skood en gluorke nei bûten. 'Dêr is dyn feint mei syn rappe happe Daise, Ada.'

Se smiet it derút foar't se har op 'e tonge bite koe. 'Wat soe dy healwizeling hjir wolle?'

'Harkje mar. Hearst him harmoanikaspyljen? Dat is dyn antwurd.'

Allie kaam de keuken binnensilen. Sij kuerde ek troch de fansiden skode gerdinen. 'Ik woe dat Willie sa spylje koe.'

Ada moast op it lêst ek noch in kear nei dy Alfred Alfredson sjen. Ien fan de jonges hie Alfred oankommen heard en hie de hikke foar him iependien. Alfred rôle der, noch altyd harmoanikaspyljend, trochhinne, wylst syn lange fingers as de snavel fan in pelikaan op en del gongen. It lûde klop-klop-klop fan de hynstehoeven op de beferzen grûn begelate it spyljen as wie it de begelieding op in trommeltsje.

'Sjoch him ris,' sei nicht Ada. 'Helendal yn 'e pronk, sels syn hynder.'

Alfred droech in swarte pet, in swarte strik, swart pak, en in brunige oerjas fan waskbearebûnt. Syn foskleurige merje wie ek stylfol optúgd, mei in glânzgjende swarte beage en hege haam, dy't omheech stiek as in pear sulveren hoarnen. In bûnte samling ringen fan selluloid skittere oan de opsetjaachline fan Daise. It rôze ljocht fan de lege sinne fersachte de kleuren fan de ringen: kastanjebrún, en wyt en blau en giel. Alfred hie de linen om de stok fan de swipe slein yn de swipekoker en liet Daise frij rinne. It hynder rûn rjocht op 'e hûsdoar ôf. Ada harke. Dat wyske. Dat wie suver godslastering.

Nicht Ada seach har soer oan. 'Ik soe mijsels ôfgrysluk lokkich priizgje as hij om mij kaam. Wol sa, dat ik him net útlaitsje soe.'

'Miskien komt er wol foar dij.'

'Gjin kâns op.'

Ja. Alfred besocht wol deeglik om har op 'e lije side oan te krûpen, troch dat gesang fan de 'njoggenennjoggentich skiep' te spyljen, ynpleats fan ien fan syn dûnswyskes. Daise hold ho bij de peal bij de foardoar. Doe liet se de kop sakje. Se hie har wurk knap ôfmakke. Alfred seach de froulju foar it rût stean. Hij krôle syn fingers noch swieriger op en del.

Allie fernaam it ek. 'Hee,' rôp se, en begûn te laitsjen, 'Alf spilet in tsjerkgesang foar dij, Ada. No no, hat dy it even op dij fersjoen.' Nicht Ada liet de gerdinen sakje. 'In myld antwurd bêdet de lilkens del.' Allie sloech de earms om Ada hinne. 'No, soest him der net ris ynfreegje?'

'Lit him earst mar klopje,' sei Ada. 'As er foar mij komt.'

'Sa is dat, Ada fanke,' sei nicht Ada. 'Net te happich wêze. Ik woe dat ik dat ek dien hie.'

Allie sloech nochris de earms om Ada hinne. 'Wacht mar oant er dij sa'n plaktút jout. Dan pipest wol oars. Foaral as er dat ûnder it ear docht.' Ada hie noch noait fan in plaktút heard. Mar dat woe se net tajaan. De harmoanika wie stil. Allie kipe wer even troch de gerdinen. 'O ferhip, hij giet earst nei de skuorre.'

'Miskien komt er net iens yn 'e hûs,' sei Ada.

'Och, hij komt echt wol yn 'e hûs, hear,' snúfde nicht Ada. 'As it iterstiid is. Op snein strune der altyd in soad boerefeinten troch de streek, dy't op har frije dei om in waarm miel rinne.'

'Oer waarm miel praat,' sei muoike Josephine ynienen yn de doar achter har, mei de hân oer har grou liif, 'de jonges komme anst gau werom fan it boerewurk. Oan it wurk.'

'Ja, mem.'

Doe't muoike Josephine wer fuort wie, lei nicht Ada út: 'Snein of net, it melken begjint altyd presys op 'e tiid. Seis oere. Heit sil sels bij it tankjen de boel wat ferrifelje om mar op 'e tiid mei it melken te begjinnen.'

'Wêrom komt dat sa krekt?'

'As jo in ko net op fêste tiden melke, komt er droech te stean.'

Nicht Ada helle in fearn fan in baarch op en begûn op in snijplanke in rige karbonades út te hakken. Allie helle de jirpels út de kelder en begûn se te skilen. En Ada snijde de bôle op it breaboerd, stik nei stik, oant se trije bulten hie fan elk in foet heech. Se murk dat de bôle fan har muoike hast like soer roek as dy fan har mem. Dy like helendal net lekker. Der sieten sels hjir en dêr klútsjes wiet besleek yn. Op in dei, as se sels mem wie yn har eigen hûs, woe se bôle sa licht as in spûns hawwe.

De lampen waarden oanstutsen, doe't Alfred om fiif oere mei de jonges yn 'e hûs kaam. De ferskillende goudene flammen smieten smûke skaden yn it âlde hûs. Jonge gesichten krigen skaden en âlde gesichten lieken jong. De stimmen fan de lytse bern wienen as it koeren fan downen dy't nôtkerrels te iten krije soenen. Wylst de famylje om de tafel hinne sitten gong, bleau Ada wat yn 'e keuken hingjen. Se fielde noch altyd wat licht yn it boarst.

'Nicht?' rôp omke John, 'we sitte te wachtsjen.'

‘Ik kom deroan.’

Ada striek har blauwe jurk glêd en gong oan ‘e ein fan de tafel nêst de famkes sitten. Se besocht om net te sjen nei wêr’t Alfred op de gastestoel siet, rjochts fan omke John syn stoel.

‘No, nicht,’ sei omke John yn har rjochting, mei in wiis glimke yn syn burd. ‘Soest net ris goeie sizze tsjin de besite?’

‘Hoi,’ sei Alfred oer de tafel hinne.

Ada seach him even fluch oan en knikte. Omke John frege om de segen. Nei it lêste ‘amen’ koe Ada, doe’t se har eagen iepene, it net litte en sjoch even nei Alfred. Syn swart hier foel op tusken al dy rôzige blonde hollen, as in swart skiep tusken suver wite skiep. Hij wie like swart as styfsoan Wilmer Youngman. Under dat swarte slaggerige hier liken Alfred syn wangen en stevich kin op hurde reade winterappels.

Ada en Alfred seagen inoar lang om let oan, doe’t it miel al in skoftke oan ‘e gong wie, en se fernaam dat er like bot fan ‘e wiis wie as sijsels. Hij seach fuort wer nei syn board. It rûn nei seizen en iderien iet hastich en yn stilte. Doe’t se klear wienen, keas omke John in psalm, “De Heare is myn hoeder, neat bin ik brek”. En foar ien kear sloech er yn syn gebed syn rie oan God, oer hoe’t Er Syn ferskillende projekten op ierde oanpakke moast, oer. Tsjin seizen wienen de grutte jonges it hûs út en oan it melken.

Alfred dangele wat om. Omke John hie ferlet fan ien om ûnder it roken wat mei te praten. De twa draaiden de stuollen om nei de stadige blauwe flammen yn de koalebrander.

De famkes wienen mei it oprêden fan de keuken hast op deselde tiid klear as doe’t de jonges de molke yn de molkenkeamer fan de rjemme skieden hienen. It wie noch in oere foar de kategisaasje, en iderien behalve Ada siet om it blauwige fjoer hinne fan de fulkachel. Der waard drok pleage oer wa’t nei kategisaasje gong en ek oer wa’t nei de tiid mei wa gean soe. Ada bleau yn de keuken hingjen. Se besleat dat de drinkglêzen fan muoike Josephine noch wol wat oppoetst wurde koenen. Se hold de glêzen ien foar ien omheech tsjin it ljocht foar de smoarge fegen.

Der klonken fuotstappen op it linoaleum achter har. ‘Sjoch ris oan,’ klonk in ynnimmende stim, ‘ik sjoch dat myn dame harsels bliuwt.’

In bûltsje lucht sette him yn har kiel fêst.

‘Ik hâld in protte fan in frou dy’t net tsjin in bytsje wurk opsjocht. Net ien fan dy loailakken. Gjin healwizichheid.’

Ada moast glimkje. Se sette foarsichtich in glês op syn plak del, en draaide har om nei Alfred. ‘Binne jo hjir wol op it goede plak, sa bij Lytse Tsjerkegongers op snein?’

‘Wat soe ik neffens jo dan dwaan moatte op snein?’

‘Wit ik net. Miskien nei it biljertlokaal gean?’

‘Honkbal op snein, miskien. Mar yn in biljertseal omhingje? Nee, neat foar mij.’

Ada seach him fronseljend oan en krige harsels doe wer yn ’e macht. Honkbal? ‘Spylje jo echt honkbal op snein?’

‘Nee, net goed genôch. Ik kin aardich smite, mar ik rin net hurd genôch.’ Hij tikke op syn rjochterknibbel.

‘Hoe komt dat sa?’

‘Myn eigen skuld.’ Hij ûntspande. ‘Je moatte net wurkje as it bûten goed 30 graden ûnder nul is. Mar jo witte hoe’t dat giet as je jong binne. Ik koe ’t net litte. No, ik wie dwaande in stik hea fan de heabult te snijen, doe’t ynienen de healodde op in stik iis stjitte. Ik besleat him der goed yn te batsen, en krekt doe’t ik him nei ûnderen raamde, treau in pûst wyn mij wat om en miste ik de groef en yn pleats dêrfan stiek ik mîjsels hjir yn ’e knibbel. Dy skriklike haaietosken fleagen dwers troch de overal hinne en yn de bonke. En siet dêr noch goed fêst ek. Ik moast twa kear goed oanskuorre om him derút te krijen. En doe, godskes, ien en al bloed. Ik blette as in baarch.’

‘Wat diesto doe?’

‘Ik ha myn riem om myn skonk hinne bûn en bin sa fluch as ik koe op ien foet nei hûs ta hinkele. De dokter moast der achtentweintich hechtingen yn dwaan.’

‘Mar do krukst no net.’

‘Ik ha gelok hân. Mar ik bin in draver fan neat.’

‘Miskien is dat de manier fan de Heare om di j witte te litten datst op snein net honkbal spylje moatst.’

‘Koe wol. Mar dan is it wol wat nuver dat der net mear jonges binne dy’t in healodde yn de knibbel stutsen hawwe.’

Ada mocht wol oer syn iepenhartigens. Hij klonk miskien wat simpel, mar der siet wat yn fan it stadige glimkjen fan in boeregesicht.

‘Hark ris, Ada, de reden dat ik hjir kommen bin is ...’ – Alfred syn lang gesicht waard read – ‘eh, wat tinkst, wolst fan ’e jûn mei mij nei kategisaasje ride?’

‘Ik tocht datsto kongregasjonalist wiest.’

‘Bin ik ek. Mar ien kear nei dyn tsjerke gean kin gjin kwea, toch?’

‘No, dat wit ik net. Us heit hâldt der net fan as ik op sneinte jûn yn in buggy mei jonges te riden gean.’

Alfred stiek syn grutte noas wat omheech. Syn eagen waarden stadichoan helder griis. ‘Hoe ha jim heit en mem it dan foarinoar krigen om te trouwen sûnder yn ’e kunde te kommen?’

Ada moast laitsje. Ja, wannear hie heit mei mem ferkearing krigen?

‘No?’

‘Alfred, it is omdat heit dij net ken en as ik him sis dat ik mei in frjemde jonge te riden gongen bin yn Bonnie, dan ...’

‘- tinkt hij der it slimste fan, hè? No, dan sit der mar ien ding op: ik moat op in wykein mei Daise foar ynspeksje nei Jerusalem ride.’

Ada hie noch noait sa’nien troffen. Lang en swart. Mei de slanke graasje fan in draver. Aristokratys sels. Fol muzyk. Dy kongregasjonalistise George Pullman koe, alles besjoen, toch net sa’n wrâldske baas wêze.

‘Ik bring dij fuort wer thús hjir.’

‘Ik wit net wat ik hjirop sizze moat.’

‘Witst wat, ik fertel jim heit sels wat wij dien hawwe. Planút.’

‘Yn ’e goedichheid, dat hoechst no ek wer net te dwaan.’

‘Giest dan mei, mei mij en Daise?’

Se suchte djip. Alvin Ravenhorse wie foar altyd ferlern. Wat hij foar har betsjutten hie, soe yn har brein opslein bliuwe as in bewyske parfum yn in âld jurk yn in útsetkiste. Se woe dy rook trou bliuwe, wylst se tagelyk yn ’e besnijing wie fan dizze Alfred.

Alfred kaam in stap tichterbij. ‘No, we moatte no eigenlik wol fuort.’

‘No, goed dan.’ Dat waard út har wrongen.

‘Goed. Ik helje Daise.’

‘Do bliuwst ticht bij de ploech? Ik kin dij fertrouwe?’

‘Dame, ik stean bij myn wurd. Dêr bin ik noch noait fan ôfwykt.’

It gong allegear goed. It waar wie net sa min, net tefolle wyn, en gjin snie. De dyk, bikkelhurd troch de froast, wie sa glêd as in húsflie. Dikke John liet de dravers bij de Tammingleane wat gean om te sjen oft se Alfred foarbijkomme koenen. Mar de hynders foar it rydtúch wienen gjin partij foar Daise foar de buggy. Alfred hoegde mar te sizzen fan ‘Daise!’ en dy sette oan. Hij hoegde net iens syn swipe te brûken. De neven yn it rydtúch rôpen it út fan wille.

De kategisaasje yn Bonnie wie net folle oars as dy bij har thús. Itselde soarte jonges hie rûch praat yn de skuorre. Itselde soarte famkes siet yn tsjerke te gibelfen achter de moffen. En dominy Graves, in gewante man dy’t Ada tinken die oan Luther, joviaal, mei ljochtsjes yn syn eagen, stelde itselde soarte fragen as dominy Carpenter, om dan it petear om de belofte fan Kristus hinne te bouwen.

Ien ding wie wat tryst. Doe’t de measte famkes yn ploechjes fan twa en trije de strjitte yn begûnen te rinnen nei de heldere ljochten fan it sintrum, besleat Allie op de treppen bûten de súddoar op Willie Alfredson te wachtsjen. Doe’t Willie lang om let syn hynder ynspand hie, gisele er net nei Allie ta om har op te pikken, mar sette yn stee dêrfan koers nei ien fan dy flugge Tillmanfammen, dy’t al in ein op wei

wienen de strjitte yn. En Allie moast doe wol treurich yn it rydtúch mei har broers kladderje en mei har nei hûs ta ride.

Alfred en Ada gûnzen achter it rydtúch oer de dyk. Alfred sei al gau: ‘Allie is eigenlijk ek better ôf sûnder him.’

‘As se him ferjitte kin.’

Alfred skikte de buffeltekken oer har knibbels teplak. ‘Willie is myn neef, mar ik moat sizze, it is in frouljusgek. Altyd al west.’

‘Hij boartet dus mar wat mei har.’

‘Soest him ris yn de tsjerk skuorre oer har praten hearre moatte. Wat er mei har yn de golle fan har âlde hear útheefd hat, doe’t iderien yn tsjerke siet.’

‘Hij siet tink allinne mar wat op te skeppen.’

‘Nee, dat wie wol deeglik de wierheid. Hij kin noait optocht ha wat er allegear neffens him mei har dien hat.’

‘Ik leau dat net.’

‘No, Allie is wat lichtsinnich, witste.’

Earme Allie. No soe se it wierskynlik ôfgryslík dreech krije om oan in man te kommen. Har iennige kâns soe wêze as in jonge út in oar plak om har frijde en dan gjinien him tafallich de rabberij oer har fertelde.

Alfred prate mear tsjin himsels as tsjin Ada. ‘It sit yn it bloed fan de Englekings. Se hawwe allegearre fan dy wylde hierren. Gjiniens útsûndere.’

‘Menear Alfredson, asjeblyft.’

‘No, se hjitte net om ’e nocht de triljende Englekings, witste. Mei dat wylde yn har eagen.’

‘Alfred, ik tink leaver dat wij allegear bern fan it Ferbûn binne en dat sa’n bern him ta deugd oanstelt.’

‘Miskien. Mar toch is Allie lichtsinnich.’ Daise hie derop wachte dat Alfred de leie wat fiere soe, dat se it rydtúch fan de Englekings ynhelje koenen. Daise hie graach frij útsicht. Op it lêst, doe’t Alfred de leie net fierde, begûn se út harsels te fleanen. Se stode it rydtúch foarbij.

‘Dyn hynder mei graach jeie,’ murk Ada op.

‘Se kin net ien foar har daaie. Moat earste wêze.’

‘It hynder is lykas de baas?’

‘No, ik mei der net oer om oan de achterste tit te lizzen.’

‘Menear Alfred Alfredson. Heden! Wat in taal.’

Dêr klonk it fluitsjen fan in trein súdlik fan har. It lûd wie dúdlik boppe it klepperjen fan Daise har hoeven en it kreakjen fan de tsjillen op de beferzen grûn te hearren. It lûd fan de fluit gong ferskillende kearen kleiend en jankend omheech en omleech. Alfred harke der nei. ‘Moatst dy masinist ris hearre. Dy kin goed mei dy stoomfluit omgean. As wie it in mûlharmoanika.’

‘Dat moat deselde trein wêze as dêr’t ik mei kommen bin.’
 ‘Dy fan 9:07, en presys op ’e tiid.’
 ‘O. Dat betsjut dat it al oer njoggenen is.’
 ‘Ik snap it. Jim heit wol datst tsjin njoggenen thús bist, is ’t net sa?’
 ‘Ik bin bang fan wol.’
 ‘As ik him sjoch, sis ik wol tsjin him dat it myn skuld wie. Dan kin er mij de skuld jaan.’
 ‘Dat is aardich fan dij, Alfred. Mar heit sil net fine dat ik der neat oan dwaan koe, en foaral net omdat ik út mijsels meigongen bin.’
 Alfred skodholle. ‘Ik kin út noch yn net begripe wêrom’t it in sûnde wêze soe om mei mij yn in buggy te riden.’
 Ada loek de hân út de mof en rekke Alfred syn earm oan. ‘Alfred, toe no.’ Se mocht him graach oanreitsje.
 ‘No, ik sil him yn ’e eagen sjen en him fertelle wat ik fyn.’
 ‘Foardatst nei mij tarydst yn Jerusalem, Alfred, kinst earst better even oer in pear dingen neitinke.’
 ‘Kin ik hjoed oer in wike net bij dij komme bij de Englekings hjirre?’
 ‘Ik gean woansdei wer nei hûs.’
 ‘O.’
 ‘Ik tink datst gjin plannen meitsje moatst om mei heit te praten, foardatst in pear dingen yn dyn libben feroare hast.’
 ‘Neam se. Ik harkje.’
 ‘No, ik kin net mei in man trouwe dy’t bij dûnsfeestjes fioelespilet.’
 ‘Noch mear?’
 ‘En neffens myn leauwe kin ik eigenlik net mei ien út in oare tsjerke trouwe. Dat moat ien wêze út myn tsjerke. Dat is better.’
 ‘Noch mear?’
 ‘Prûmkesto?’
 ‘Soms.’
 ‘Dat is in fize gewoante.’
 ‘Jim omke prûmket ek.’
 ‘Dat wit ik. En dat fyn ik ek ferskriklik oan him.’
 ‘En myn baas George Pullman prûmket ek. En dat is hjir de man mei de grutste kloaten.’
 Ada huvere. ‘En ik kin rûge taal ek net útstean. Skamje dij wat. Do moatst anst ast thúskomst de mûle mei sjippe skjinspiele.’
 Alfred lake. ‘Wêrom sa lang wachtsje? Ik lit him anst troch dij wol útspiele as we bij de Englekings binne.’
 ‘Alfred, ik mien it.’ En dy man gong net faak mei famkes út? Wêr hie er dat selsfertrouwen dan wei bij famkes?
 ‘Ik sil der op wei nei hûs mei Daise oer prate, as ik dij ôfset haw. Sjen wat se seit.’

‘In hynder?’

‘Bij wize fan sprekken. Ik mei graach tsjin mijsels prate as ik allinnich ryd. En Daise harket nei mij.’

‘O.’ Ada glimke wat bij harsels. Wat in nuvere fint wie dy Alfred toch.

De Englekingploech noege Alfred yn foar in kop waarme sûkelademolke. ‘In waarme kop foar op ’e dyk.’

‘No,’ sei Alfred mei in skean glimke, ‘we kinne Ada better om permisje freegje. Se is nochal strang.’

De hele Englekingploech nokkere. ‘No, Ada?’

‘Fan mij mei it.’

Alfred holp Ada út de buggy. Doe pakte er in waarm tek út de buggy en smiet dat oer Daise hinne, en gaspe de riemen stevich fêst. Daise liet him mei har ompakke as in bern dat syn favorite tekken krijt.

Se sieten om de tafel wat te grapjeien en it lêste fan de waarme sûkelade út te drinken, doe’t Allie, dy’t wat bekommen wie fan de ôfsnuter bij de tsjerke, betocht dat se boppe op solder noch in âld fioele hienen te lizzen. Dikke John skrilte op út wat op in sliepke like tusken syn swolgen troch. ‘Hee, helje dy op en lit Alfred in pear wyskes foar ús spylje.’

‘Mar op snein?’ frege muoike Josephine har ôf. Omke John liet him nei foaren triuwe troch de fear fan de leunstoel, breed burd en grou liif en al. ‘Helje him op, Wilmer.’

Wilmer sprong oerein. ‘Foar ien kear fyn ik it bêst om oanwiisd te wurden.’

‘Mar gjin dûnsjen,’ warskôge muoike Josephine.

‘Meie de bern Him net priizgje “mei tromme en dûns”?’

‘Gjin dûnsjen,’ sei muoike Josephine op har botte Fryske manier. ‘Dêr bin ik poer op tsjin.’

Ada sykhelle ferromme. It soe net bêst west hawwe as se har heit trochdwaan moatten hie dat har neven en nichten op snein dûnsen yn har eigen hûs.

Alfred beseach it lakte hout fan de âld fioele, de brekbere brêge, de stive swarte knoppen, en ferkundige mei in tefreden gesicht dat it noch in aardich goeienien wie. De snaren stienen slop en har foarsichtich opspannend stimde hij se, kritys, neffens in soarte fan stimfoarke yn syn holle. It hynstehier op de strykestok wie glêd en hij smaarde der wat snarehars op. Hij stiek de fioelesteun ûnder syn sterk kin en begûn de stok hinne en wer te striken om even te oefenjen. Hij wachte in pear tellen, mei rôljende eagen achter de sletten eachlidden. Doe produsearre hij, mei in fluch glimke nei Ada, in prachtige melody.

Ada glimke ek. Hij spile “Njoggenennjoggentich skiep”. Iderien

waard stil en harke mei ynmoed, meinommen troch it swiete kleiende lûd. Hij stelde de knop foar de A-snaar wat bij. Mei wer in flugge blik nei Ada begûn er in nij liet. De fingerseinen fan syn linkerhân, foaral syn pink, troffen de noaten presys en stadich fibrearjend. Ada koe it liet. Se tocht de wurden derbij: ‘Aura Lea, Aura Lea, mei dyn gouden hier.’

Ada bewûndere de manier sa’t syn fingerseinen op de hals fan de fioele dûnsen. Foar sa’n grutte man hie er in prachtich *toucher*. Hij soe in sachtardich minnaar wêze. It oranje ljocht fan de treklampe foel sa op syn fingers, dat se sjen koe dat syn neilen netsjes knipt en skjîn wienen. De oare neilen om de tafel hinne, dy fan Sherm, John, hienen allegear swarte rourânen fan it melken. Smoarch. Alfred moast o sa syn bêst dien hawwe om de spoaren fan it melken mei in bûsmeske fuort te skraabjen. Hij spile dêrnei “Moai Ohio”.

Ada koe ek dêr de wurden fan. Se koe it net litte en sjong dy lûdop. Se krige wat in kaam bij dat sjongen: ‘It is as bin ik yn in godlik paradys, al dreamend fan in godlik eagepear.’

Doe’t it liet dien wie, liet Alfred de strykstok sakje. Hij seach Ada oan. It wie as hie er in nulle troch har hinne stutsen. ‘No dame, sjonge kinsto wol.’ Grien fan oergeunst glieden nicht Ada har eagen even oer Ada hinne. ‘No, it is ek mar goed dat Ada wat hat as fergoeding foar har grutte fuotten.’

Alfred stoppe de fioele en de strykstok wer yn de fioelekiste. ‘No, eks-frou Simmons, dy fuotten binne mij net te grut. Presys fan pas.’ Hij gong oerein en riek him út. ‘Daise sil wol nytlich wêze as ik har net gau meinim nei har waarme strie. Wolterêsten jim allegear. En muoike, betanke foar de waarme sûkelade. Dêr hie ’k no krekt ferlet fan.’

‘Kom mar ris wer.’

Ada ❁ 5

Op in jûn begjin april kaam Minnie Alfredson helendal oerémus bij har. Har griene eagen stienen fol mei grut nijs. ‘Ada, ried ris.’

‘Wat dan?’ Sûnt Ada ûntdutsen hie dat Minnie de nicht fan Alfred wie, fiede se in spesjale taggedienens foar har.

‘Badger wol dat ik moarn foar in pear foto’s bij him kom. En dy nimt er ek noch fergees fan mij.’

‘O ja?’

‘Ja. Dat is foar de wedstryd yn Chicago foar It Kreaste Famke.’

Ada wie net ferbaasd. Minnie wie in knap dinkje. Se stie bekend as ‘it popke fan Jerusalem’.

Ada sei: ‘Wat prachtich.’

‘O, Ada, ik moast it oan ien fertelle.’

‘Moai datst even lânskomst.’

‘Ada, do moastst mei. Ik bin dan allinne yn it atelier mei him en sa, witste, en ik ha heard dat er soms de famkes graach oanrekke, as er har toant hoe’t se posearje moatte.’

Ada tocht dat dat miskien wol goed wie. ‘Wat tinkt heit?’ Heit seach op fan Kalvyn syn Ynstitúsjes. Heit hold Minnie der ferantwurdlik foar dat se Ada doedestiids meitroaid hie nei de roltsjeridersbaan en har sa mei Alvin Ravenhorse yn ’e kunde brocht hie. Hij woe nee sizze. Mar bij in twadde blik nei Minnie har entûsjast gesicht waard er weak. ‘Dat sil wol ynoarder wêze.’

‘Ja, mei it echt?’ rôp Minnie. Doe strûsde Minnie yn har donkerreade jurk op him ta en joech him in oerdreaune tût op it wang, in lûde smakkert. ‘O, tankewol Engleking. Ik wist net wat jo sizze soenen.’ Ada wie ferheard te sjen dat har heit op syn wangen wat in kaam krige. Hij like even wer jong.

Op dat stuit kaam har mem deryn. Wylst se de bern op bêd konfoaide, hie se in fertocht lûd yn de hûskeamer heard. Doe’t se seach dat der allinne mar in famke bij Ada wie, Minnie, en gjin jonge, wist se net wat se deroan hie. Se hie grif tocht in jonge yn ’e keamer te sjen dy’t Ada in tût jûn hie. Doe’t de twa fammen om har ferheardens glimkje moasten, bromde se wat en gong noartlich tsjinoer har man sitten. ‘Mrnrnrn.’

‘O, Ada, ik bin sa bliid datst mei kinst.’ Heit begûn wer yn syn Ynstitúsjes te lêzen.

De oare moarns loek Ada har blauwe jurk oan mei de swartfluwielen dwersstreden oer har boezem. It soe Minnie der better útsjen litte as se yn in net al te drokke jurk kaam. Har goudread hier stiek se nei achteren kjiemd op ’e holle. Se droech in kanten kraachje mei in gouden spjelde op har kiel. Ek flijde se har hartfoarmige medaljon mei it gouden kettinkje om ’e hals. Op de trep fan it gerjochtsgebou troffen se elkoar. Minnie seach derút as in pioenroas. Se hie har moaiste rôze jurk oanlutsen en droech in rôze strik yn har ljochte hier.

‘Ik hoopje dat Badger mij dat goed stean fynt.’

‘O, grif.’

‘Ik ha rôze oanlutsen, omdat Badger seit dat er spesjaal omtinken jaan sil oan kleur.’

‘Op in kleurefoto winsto it fêst.’

‘Dat soe wat wêze as ik de wedstryd echt wûn! Der stiet yn de advertinsje dat ik fergees nei Chicago reizgje kin. Mar it sil wol neat wurde.’

‘Sit net yn noed oer de dei fan moarn.’

Minnie seach Ada kritys op en del oan. ‘Spitich, Ada, datsto sa lang bist. Bij skientmewedstriden falt dat net sa goed.’

‘Dat is mij wol bêst.’

De kleurefotosaak fan Badger stie nêst de readbakstiennen First National Bank. De fammen gongen wakker benijd nei binnen. Der hong yn it âlde pipelaad in lucht fan in âld konservekrûk dêr’t jittik te lang yn bewarre west hie. Doe’t de foardoar tichtfoel, klonk der achter har in skille. Badger doek op út in achterkeammerke. Syn brune eagen knipperen. It wie in skriel persoan mei in brún jaske oan.

‘No, hjir bin ik dan,’ rôp Minnie.

‘Ja, dat sjoch ik.’

‘Ik hoopje dat ik de goede jurk oanlutsen haw.’ Minnie makke even in swierich rûntsje. ‘Ik hoopje mar dat jo dit sjen woenen.’

Badger beseach har even koart. ‘Liket mij goed ta.’

‘Dit is myn freondinne Ada Engleking. Noch al oan de lange kant, net?’

‘Jawis, mar it stiet har goed.’ Badger sloech de earms mei de mouwe-ophâlders oerelkoar. Hij seach Ada mei niget op en del oan. ‘Wêrom haw ik jo hjir noch noait earder sjoen?’

Ada seach nei har hannen. Minnie sei: ‘Har heit is noch al strang.’

Ada sei: ‘Minnie! Sa strang is ús heit no ek wer net.’

Badger seach Ada noch hieltyd oan mei syn libbene eagen. Minnie woe graach los mei it fotonimmen. ‘No, Badger, ik bin der klear foar.’

‘Ja ... jawis.’

Ada tocht dat Minnie har foar har eigen goederbêstens wat mear ynhâlde moast. Badger liet syn earmen sakje. Hij wie op syn minst in heale foet lytser as Ada.

‘Binne jo wolris op ’e foto kommen, juffrou Engleking?’

‘Nee.’

‘Noait?’

‘No, miskien ris gewoan in kear.’ Badger stie nei te tinken.

Minnie koe net oer wat der gebeurde. Se sette de hannen yn har wespetaille en seach heel even lilke nei Ada. ‘Wolle jo soms achterôf net iens in foto fan mij nimme, Badger?’

Badger hie de kop der wer bij. ‘Gjin soargen. Ik nim jo foto. Mar ik tink dat ik ek in foto nimme moat fan jo freondinne hjir. Dan haw ik twa kânsen om te winnen.’

Ada die in stap tebek. ‘O, mar dat doch ik net, hear.’

‘Wêrom net?’ sei Badger.

Ada skodholle. Adelheid Engleking yn in skientmewedstryd? God hie har net skepen foar sokke dingen.

‘Ik sil jo wat sizze, juffrou Engleking. Ik doch jo itselde oanbod as

juffrou Alfredson. Seisentrutich foto's fergees. Oft jim winne of net.'

Minnie pipe: 'Tinke jo dat se kreas genôch is?'

Ada begriep Minnie har ûngelokkich gefoel wol. It betsjutte safolle foar har dat de minsken har in moai popke fûnen. Se sei: 'Nee, ik doch it net.'

'Kom no, juffrou Engleking,' Badger syn stim krige wat pleitsjends. 'Op 'e foto komme docht jo echt gjin kwea.'

'Mar –'

'- en ik bin der wis fan dat jo âlden bliid wêze sille mei in goede foto fan jo. Dêr't út blykt hoe kreas dat jo wienen op dit stuit yn jo libben. As jong ûnskuldich jongfaam.'

'Mar se woenen dij grif net meidwaan litte oan in wedstryd.'

Badger glimke har oan mei syn brune eagen. 'Wêr ha jo sa'n prachtige hûdkleur wei? Brûke jo in soarte spesjaal middelstje?'

'Ik waskje gewoan myn gesicht mei kâld reinwetter as ik moarns fan bêd kom.'

'Heel bysûnder.'

'Dat is alles.'

'No, hoe dan ek, gean sa troch. Jo sille de rest fan jo libben kreas bliuwe.' Ada rûn stadich nei de doar ta.

'Hee, wêr geane jo hinne?'

'It spyt mij, Badger, mar ik wol net dat jo in foto fan mij nimme.' Ada seach Minnie even oan mei in blik dy't se hooplik begriep. 'Minnie, ik sjoch dij aanst yn de bank hjirneest wol wer.'

Badger snjitte nei de doar ta om har te kearen. 'Goed dan. Ik stjoer jo foto net yn foar de wedstryd. Ik nim him allinne omdat ik him graach hawwe wol. Want ik moat in foto fan jo hawwe.'

'Nee-hee.'

'Toe no. Jim mem sil grif graach ien fan jo hawwe wolle.'

'Mem wol, heit net.'

'Och, kom no. Fynt jo heit it net moai as de lju syn dochter kreas fine?'

Ada lake wat ferlegen. 'Ik bin te lang. En myn fuotten ek. En ik ha tefolle skeinspruten. Ik kin net moai fûn wurde, want alles is ferkeard oan mij. Freegje Minnie hjir mar.'

'Miskien kin ik dêr it bêste oer oardele.'

'Nee, Badger.'

'Skamje jo foar josels?'

'Ik skamje mij net foar hoe't de Heare mij makke hat, nee. Mar ik wit wol dat de postoorderkatalogus myn mjitte skoek net hat.'

'Jo binne lang en jo fuotten binne dêrneffens.' Ada skodholle lykskwoles.

‘Sei jo freon dat?’
 ‘Ik ha gjin ferkearing.’
 ‘Jo ha toch wolris in ôfspraakje?’
 ‘Yn it ferline.’
 ‘Fûn er jo te lang?’
 ‘Nee.’
 ‘Kom.’ Badger wie stadich en ûngemurken tichterbij Ada stean gien en pakte har fluch mar soepel bij de earmtakke. ‘Jongedame, jo geane mei mij nei myn studio hjirachter en dan set ik jo op ’e foto.’
 ‘Badger.’ Ada waard altyd sa weak as bûter as ien har oanrekke.
 ‘Kom. We nimme in foto fan jo.’
 ‘Mar ...’
 ‘Kom.’
 ‘As jo belove dy net foar de wedstryd yn te stjoeren.’
 ‘Dat beloof ik.’
 Minnie wie poer. ‘En ik dan?’
 ‘Jo geane ek mei, juffer Alfredson. En jo foto stjoer ik yn foar de wedstryd. Sa, makket jo dat gelokkich?’
 ‘Ja no, ik tocht al...’

Ada ✱ 6

Twa wike letter krige Ada op in moandei in brievekaart mei de post. It wie de earste post dy’t se oait krigen hie, skreaun yn in frouljushân mei it poststimpel fan Bonnie.

Bêste Ada.

Myn baas seit dat ik takom wykein twa dagen frij krij, dat Daise en ik kinne nei dij ta ride. Bisto dan thús? Ik wol jim heit en mem ek sjen.
 Alfred Alfredson

Ada har hart begûn licht en heech te slaan. Alfred kaam de sneons dêrnei. Se beseach de kaart nochris. Wat in frjemd hânskrift foar in man. Hij moat frou Pullman frege hawwe om dy foar him te skriuwen. Ada hie krekt in deeltiidbaan oannommen bij dominy Carpenter, fan woansdeis oant sneins, om frou Carpenter te helpen om foar it lytse jonkje dat se oannommen hienen te soargjen. Frou Carpenter hie no en dan lêst fan mankelikens en omdat sij sels gjin bern krije koenen, hie de goede dominy tocht dat de soarch foar in berntsje helpe koe om har in doel yn it libben te jaan en sa it tsjuster yn har geast te ferljochtsjen. Ada soe frou Carpenter freegje moatte oft se dy dei ferskove koe. Doe’t

de jongere bern dy jûns op bêd leinen, fertelde Ada har heit en mem oer Alfred.

Har mem wie der net al te wis fan dat se dy Alfred út Bonnie lije meie soe. Hij klonk wat tefolle as har eigen Alfred. Har heit ferbaasde har. Doe't er heard hie, hoe't se Alfred bij de 'fuij' troffen hie, en dêrnei bij omke John, en hoe't dy Alfred iepenhartich en rjochtút wie, dat er ek fan Frysk komôf wie, al wie it dan út it Nederlânse Fryslân, siet er in set mei syn hân oer syn brune snor nei te tinken. Doe sei er lang om let: 'Skriuw him dat er komme kin, as er dat graach wol. Miskien kinsto him nei ferrin fan tiid oerhelje om him bij ús tsjerke te jaan, en dan bisto it ynstrumint fan de rêding fan wer in ferlerne siele. Soms binne lju út in oare rjochting de bêste kristenen. Sjoch mar nei ús eigen dominy Carpenter, dy wie ienris lutheraan.'

Dy leave heit. Ada bûgde har nei him ta en tute syn skriele gesicht. Doe't se dat die, foel har op dat ferskeidene stoppels yn syn brún burd, bijgroeid sûnt er him de moarns skeard hie, wytachtich griis wienen. Heit griis wurdend? Wylst er noch sa kreas wie? Har heit joech Ada in postsegel fan in penny. Op de kaart stie in foto fan it gerjochtsgebou fan it distrikt.

Om de pear wurden moast Ada oan de potleadpunt slikje.

Bêste Alfred – Heit seit datst dit wykein komme meist. We sette in fjildbêd yn 'e gong foar dij, dêr't de jonges sliepe. Ik sil bidde foar goed waar en foar dyn feilige oankomst. Groetnis oan Pullman en frou Pullman. En betankje har fan mij dat se dij in wykein frij jouwe. Mei God dij segenje.

Ada Engleking.

Alfred * 7

Doe't Alfred tsjin de middei út it fjild kaam, loek er syn skuon út op de stoepe, wosk syn hannen mei tarsjippe, lei in kreaze skieding yn syn hier, en rûn op syn gemak de ytkeamer yn. Frou Pullman begroete him mei in glimke. It wie in slanke frou mei in swiere boezem en in stevich kin. Har hier wie sniewyt, as in echte sniebal. Har mûle wie oan har de frou en as se glimke wie dat altyd as in roas.

Alfred seach de brievekaart op syn board, doe't er de stoel oanloek. Hij seach fuort syn namme. Hij hie wol leard om syn eigen namme te lêzen, mar mear ek net. Dat ûnnoflike gefoel, krekt as wannear't er bij it ploegjen op in grouwe stien stjitte, kaam wer oer him. Ferhip. It lytse bytsje dat er as jonge leard hie, hie net oan him bestege west.

Syn heit wie te faak ferhuze. Alle kearen, krekt as er learde te lêzen, wie heit wer ferhuze. Doe stoar mem en wie er it nêst úttrape om te wurkjen, om te helpen de famylje te ûnderhâlden. En hie dat dwaan moatten oant er ienentweintich wie. No wie er fjouwerentweintich. As jo in jonge grutbrochten om in wurkhynder te wurden, wie it wol heel wat om te ferwachtsjen dat er op de jiermerk draverijen mei in sulky winne soe. Frou Pullman hie ferskeidene kearen oanbean om him yn de wintermoannen lêzen te learen, as er wat frije tiid hie, mar hij hie nee sein – it wie no te let, hij soe mei in frou trouwe dy’t it lêzen en skriuwen foar him dwaan koe. Om in pear oeren op in dei sitte te mykjen nei dy lytse hoannepoatsjes soe him allinne mar pineholle besoargje.

Charlie Pullman kaam de keamer yn en gong oan it haad fan de tafel sitten. ‘No, Alfred, wat skriuwt se?’ Charlie wie in joviale keardel mei in read Ingels gesicht. Hij droech altyd in read fest, oft er no in overal droech of in kreas pak, en kjimde altyd syn tûfke hier foaroan op syn keal wurdende plasse rjocht omheech, sadat er op in kardinaalfûgel like.

Alfred lange de kaart oer oan frou Pullman. ‘Soenen jo dit foar mij lêze wolle?’

Frou Pullman gong tsjinoer har man sitten. Se lies de kaart stadich foar. Alfred krige in kaam.

Frou Pullman lake. ‘No, Alfred, do kinst sa’t ik al sei wol gean. Wij binne de buorlju bij it lânwurk in heel ein foar, tanksij dij.’

‘O, tankewol.’ Alfred naam de kaart fan frou Pullman oan. Hij stoarre wer nei it hânskrift. It wie krekt as seach men nei dy nuvere Indiaanse krassen op dy stiennen dy’t út de rotsen stieken boppe de Grutte Rock Rivier westlik fan de pleats. Hij draaide de kaart om en stoarre nei de foto fan it gerjochtsgebou. Nei in skoftke skrabe er de kiel en stiek de kaart yn syn boesgroenbûse. Dy kaart wie syn earste post.

Bij it earste tingeljen fan de wekker sprong Alfred fan bêd ôf. Hij stiek de lampe oan. It wie fiif oere. Hij riek him út. ‘No, dit wurdt dan myn geloksdei.’ Hij rûn nei de lampetkanne en wosk him. Hij stroep syn nachthimd út en foar de earste kear dy maityd stoep er yn in nij stel simmerûnderguod, in ribbeltsjehimd en ûnderbroek. Hij klaaide him yn in stiif wyt boesgroen, in nij swart pak, swarte strik, en swarte hoed. Hij soe de hele dei opsitte moatte en poatsjes jaan.

Daise hie der it mier oan dat se oerein moast fan har strieën sliepstee. It wie ien fan de inkele kearen dat Alfred har lizzend oantrof. Mar doe’t er har in sûkerklûntsje tusken de lippen treau, klaude se oerein. En doe’t er har in stik as wat kolven reade mais joech, dêr’t se sljocht op wie, wie se ree om it helter te akseptearjen. It wie in moai gesicht om har

skeinsprutige snút yn it giele lantearneljocht dwaande te sjen mei de mais. Daise kreunde doe't Alfred har tusken de stokken fan de buggy twong. Se kreunde ek doe't Alfred de stringen fêstheakke. 'No, Daise, it is mar in hoannestap nei Ada, hear.'

Daise har noasters lillen doe't Alfred de opsetjaachline strak oanloek. De linen yn beide hannen nimmend stoep er yn de swarte buggy. 'Moai sa, fanke, derop los no.' Daise loek har liif strak en hong yn 'e beage. Fuort dêrnei stode se de dyk oer. Alfred hie eagen as fan in kat. Hij koe de gersbermen fan de dyk ûnderskiede. Mar Daise koe sels noch better yn it tsjuster sjen. Se naam sûnder mankearen it útsliten spoar oan de rjochterkant. Se namen it binnentrochpaad oer it achterôfdykje bij Grutte John Engleking lâns en skeaten dêr oer syn hiem. It wie noch pikketsjuster en de ruten fan it hûs fan de Englekings wienen as de eagen fan in stokblinde. Ut en troch, as ien fan de tsjillen tsjin de skeante sliet fan in smel spoar, koe Alfred it smarfet om de as siizjen hearre. Soms, as Daise har swarte sturt optilde, roek er in fleuchje hynstemiich.

Dy kear nei kategisaasje, doe't er Ada út de buggy holpen hie, hie er even har smelle mul field. It hie west as hold er in stevige skeaf hjouwer fêst, bij de bân dy't it midden fêstkniep. Wylst de buggy trochried, waarden om de heale myl waakhûnen bij de boerehuzen wekker. Oan de hichte fan it blaffen koe Alfred hearre wat soarte hûn it wie: in terriër, kolly, herder, buldoch. It wie as it harkjen nei in koar: sopraan, alt, tenoar, bas. Soms gongen de hûnen in pear kilometer lang oan as yn in konsert. Yn dy boerehuzen wist gjinien dat der in jongkeardel, Alfred Alfredson VI neamd, út Bonnie, oanriden kaam om yn Jerusalem in ynmoeie frou te moetsjen mei de namme Ada Engleking. It wie in hearlik geheim.

Doe't se bij Chokecherry Corner oankamen, ljochte it wat op. 'No, Daise, fanke, it wurdt hjoed in helderblauwe dei.' No en dan liet er Daise even útpûste, troch har nei elke twa myl draven in goed kwartmyl rinne te litten. Ien kear liet er har te lang rinne en draaide se de hals ûnder de opsetjaachline om en stiek se de kop nei de grûn om wat soppich gers te fretten nêst de dyk. Se wie duvelske handich mei dy manoeuvre. Alfred sloech mei in line op har achterwurk. Se snapte noch gau in hap gers en rûn doe wer troch.

Doe't Daise oer de haadstrjitte fan Sioux Center drafke, waarden de lampen yn de keukens krekt oanstutsen. De strjitte wie sa sljocht as in biljertlekken. Dy patsers yn Sioux Center wienen der wol heel gau bij om de dyk mei har dykskaven te sljochtsjen.

Hij liet Daise noch twa kear útrinne foardat er it stedsje fan Ada berikte, ien kear neidat er de Floyd Riverbrêge oerstutsen wie yn in brede gloaiende lichte, en ien kear op de westlike hichten boppe de stêd. De sinne wie no opkommen en glânzge op de wite en reade

selluloidringen yn de opsetjaachline fan Daise. Dauwe op it gers lâns de dyk skittere as fjurrige diamantsjes. Hij krige honger. Beide fûsten koe er ûnder de broeksbân stekke. ‘De mage is amper grutter as in walnút.’

Bij de noardwestlike râne fan de stêd seach er in man dy’t op in begraafplak wurke. Hij hold ho. ‘Goeie. Ik sykje it hûs fan Alfred Engleking. Kinne jo mij it paad wize?’ De man naam de piip tusken syn giele tosken wei. ‘Sjogge jo dy wettertoer dêr?’ Hij wiisde mei syn piip. De nikkelen bân op de pipestâl glom yn ’e sinne.

‘Ja?’

‘Engleking wennet nei de earste sydstrjitte súd dêrfan. En dan oan de oastkant. In wyt hûs mei in griene râne. Mei in soarte fan wite dekoraasje op de stoepe. As it kantwurk fan froulju.’

‘Tankewol.’

Alfred ried fierder. Guon huzen hienen in ko achterhûs. In pear hienen hinnehokken yn in lyts bleekje achter. Foar him, midden op ’e dyk, draafden bern mei hoepels. Froulju stienen yn ’e bou te wjudzjen en gongen rjochtop stean om him foarbijriden te sjen. Alfred ried troch it skaad fan de wettertoer dêr’t it oer de dyk lei. Fuort dêrnei ûntdiek er it hûs mei de wite dekoraasje as it kantrântsje fan froulju.

Hij hoegde Daisy mar mei de linker leie in heel lyts tikje te jaan en se rûn rjocht op de fêstsetpeal ôf foar it hûs fan de Englekings. Se stoppe sa hommels dat Alfred foaroerskeat. Se trille wat mei har noas en kipe doe oer har skouder nei him – se woe dat er direkt de jaachline losmeitsje soe, sadat se it gers ûnder har frette koe. Alfred moast dêrom laitsje. Hij sloech de giele plaid werom en sprong derút. Yn twa bewegings makke er de jaachline los en sette er Daise fêst oan de peal. Doe stapte er de stoepe op en skode syn strik teplak. Yn it rût tichtbij beweegde in wyt gerdyntsje. In pear strange eagen gluorken nei him. Se ûndersochten him fan boppen nei ûnderen. Ferkeard hûs?

Alfred seach links en rjochts de strjitte del en waard gjin oar wyt hûs gewaar mei in griene râne en in wite dekoraasje. Dy hekse foar it rût wie grif allinne mar de húshâldster. Hij kloppe. Der klonken frouljusstimmen yn ’e hûs, ien boazich, de oare leaf. De boazige klonk lilik omdat se sa betiid yn de moarn al besite hienen; de leave die ferheard. De doar gong iepen en mei in wite skelk foar en in wyt holdoekje om stie Ada foar him. ‘Alfred! Ik hie dij net sa betiid ferwachte.’ Har eagen waarden o sa blau. ‘Do moattst de hele nacht riden hawwe.’

Alfred naam de swarte hoed fan de holle. ‘No, asto mij net sa betiid hawwe wolst, kin ik bêst even de stêd yn gean om de boel wat te besjen.’

‘Nee, nee. Kom deryn. We binne bliid dij te sjen.’ Alfred fuottele nei binnen.

Tsjinoer him yn 'e keamer, rjochtoerein nêst in plusen stoel, stie de hekse mei de strange grize eagen, ek mei in skelk foar en in doekje om 'e holle.

‘Alfred, dit is ús mem. Mem, Alfred Alfredson.’

‘Goeie, frou Engleking.’ Dat wie dus de mem fan Ada. Alfred wist net mear goed hoe’t syn eigen mem der útsjoen hie – hij wie noch mar in jonkje doe’t se stoar – mar hij wist noch goed dat har eagen, al stienen se ek tryst, altyd guodlik wienen. Frou Engleking bleau stean as in boargemaster. Se stoarre him mei har grize eagen boazich oan en besocht him de eagen delslaan te litten. No, sa’t er Ada ferteld hie, der wie net in frou op 'e wrâld dy’t er net yn 'e eagen sjen koe. Dat, hij stoarre werom.

Ada krige in kaam om har mem. ‘Mem, toe no.’

Frou Engleking tilde har kin in pear tombreed op. Se hie har gouden britsje op en de smelle heldere linzen heinden it ljocht fan de erkerruten. Ada sei: ‘O mem toch, kinne jo no net even “goeie” sizze? Asjeblyft?’

‘Goeie.’

Alfred knikte heel eefkes, frou Engleking noch altyd oanstoarjend. Yn de doar nei de moaie keamer ferskynde in lyts famke. Se glimke even freegjend en wat útdaagjend nei him. ‘Binne jo noch grutter as ús heit?’ De fraach klonk swiet as sjerp.

‘Wat in fraach oan menear Alfredson,’ bekibbe Ada har.

Alfred stoarre noch altyd frou Engleking oan. Ut syn mûlshoeke sei er: ‘No, lytse faam, ik ha jim heit noch net sjoen.’

Frou Engleking hold ek oan har kant it stoarjen fol. ‘Joan, net prate foardat dij wat frege wurdt.’

‘Ja mem.’

Ada sei: ‘Dit is myn suske Joan.’

‘Hoi, Joan.’

Alfred syn eagen begûnen fan gleonens te rikjen nei frou Engleking. It wie it bêste om it âldminske daalk witte te litten wa’t de baas wêze soe yn syn hûs. Gjin skoanmem soe him de wet foarskriuwe.

‘No,’ sei Ada, ‘gean sitten Alfred, nim in stoel.’

Alfred sei: ‘Ada, ik bin te betiid. Wêrom wachtsje ik net bûtendoar oant jim it hûs op oarder hawwe?’

Frou Engleking briek as earste. Har eagen skeaten fansiden. ‘Us hûs is altyd op oarder, Alfredson. Sels sûnder boaden.’

Alfred joech it doe ek oer. ‘Sa bedoelde ik it net, frou Engleking. Nim mij net kwea.’

‘Wat bedoelden jo dan?’

Dy âld hekse. Se mocht dan as earste belies jûn hawwe, mar it wie toch in taaienien. ‘No, doe’t ik niis bij de doar kaam, klonk it as kaam ik te betiid. Ik hie Ada witte litte moatten hoe let as ik komme soe.’

Frou Engleking knikte, ien kear. ‘As jo ús ien oere jaan kinne.’ Se draaide har om, har grize jurk en wite skelk beweegden as ien blok. ‘Joan, do witst wêr’t heit en John binne? Bij it gerjochtsgebou?’

‘Ja, mem.’

‘Lit dizze menear sjen wêr’t er syn hynder yn de skuorre stâlje kin, en bring him dan nei wêr’t heit en John oan it wurk binne.’

‘Ja, mem.’

‘Myn man leit dit jier it paad foar it gerjochtsgebou oan,’ lei frou Engleking út. ‘In spesjaal karwei.’

Ada sei: ‘Dat kin ik wol dwaan, mem.’

‘Nee. Ik wol datst mij helpt de boel op te rêden. Boppedat, ik moat mei dij prate.’

Mei help fan Joan ried Alfred de buggy nêst it hûs, spande Daise út, en fierde har nei de inkelde stâl yn de skuorre. Hij pakte in sek mais achter út de buggy wei en joech Daise in stik as wat kolven om op te fretten. Hij naam har it helter ôf en roskjimde har even fluch. Hij paste der wol op dat er fier genôch fan har ôf stean gong om it fuortsweevjende hier net op syn sneinske klean te krijen.

Tsjinoer de krêbe wie ien of oar wurkplak. In sterke rook fan lear en nij hout hong yn ’e lucht. Op de lege wurkbank stienen ferskeidene izeren skuonleasten. De grutste dêrfan wie it faakst brûkt. Hannen hienen him fersliten oant syn natuerlike kleur fan izergriis. Dêrnêst lei in netsjese steapel learen lapen en in bult houtblokken. Op in planke ûnder it rût op it suden stie in rige nijmakke learen wurkskuon en ek noch krekt útsnijde nije klompen.

‘Moai sa, Joanie. Bring mij no mar nei jim heit ta.’ Se snijden in stik ôf troch de steech. It paad gong bij ien fan de heechste waaibeammen lâns dy’t Alfred oait sjoen hie. It die him sear yn ’e nekke om helendal nei it puntsje te sjen. In siichje roerde de boppeste tûken, sadat de glinsterjende blêden skitteren as glêzen hingerkes.

Joan frege: ‘Hawwe jo ek in lyts broerke?’

‘Jawis. Twa sels. Hoedatsa?’

‘Miskien kin ik ferkearing krije mei ien fan har. Ik moat ek ien ha. Krekt as Ada.’

Joan wie krekt in katsje dat it net litte koe om jo bij de skonken lâns te striken. It gerjochtsgebou stie op in heger stik grûn healwei de strjitte, nei it oasten ta. It wie boud fan sânstien, mei in rôze kleur, mei wite stien om de doar en om de ruten hinne. In sintelreed bôge troch it griene gers nei de boadeyngong oan de achterkant. It koperen dak op de koepel skynde út in grienens yn ’e sinne.

Engleking en syn slanke soan wienen oan it wurk bij in rige beammen lâns de westkant. Joan drafke nei har heit ta en pakte him

bij de hân. 'Heit, Ada har freon is hjir al heel betiid.' Engleking seach even op syn dochter del. 'Ut de mûle fan bern.' Hij draaide him om en glimke nei Alfred. De twa manlju fûstken stevich.

'No, en dit is ús âldste soan,' sei Engleking. 'John.' Alfred en John fûstken ek. John seach Alfred op jongesmanier frij oan. Alfred wie net wis wat dat betsjutte.

'It spyt mij dat ik te betiid bin,' sei Alfred. 'Mar Daise stapt flink oan.' Engleking glimke noch in kear. 'Hindert neat.'

'No, jo froulju fûnen fan wol, liek it.'

'Jo bedoele, de frou.'

'Ja, Ada net fansels.'

Engleking helle syn piip en in sulveren tabaksdoaze foar it ljocht en stiek op. Alfred die dat doe ek mei syn tabak en stiek ek in piip oan.

'We kinne wol in dripke brûke,' sei Engleking.

'Jo ha gelyk,' stimde Alfred mei.

'Dêr't wij grave is it in tomme ûnder de seadde al sa droech as hoppe.'

'Sa droech, h'n.'

Joan liet har hearre. 'Heit, is Alfredson grutter as heit?'

Engleking glimke nei har. 'In bytsje, leau ik.'

'Mar gjinien kin langer as heit wêze.'

'Wêrom net, fanke?'

'Mar hoe kin dat dan? Is heit ús heit dan net?'

'Stil no mar, Joanie. Draaf no mar nei mem ta.'

Joan gong mei tsjinsin werom nei hûs. Se woe bij de manlju bliuwe.

Engleking sei tsjin John: 'We stoarte dit stik noch en hâlde der dan foar hjoed mei op.'

'Nee, nee, jim hoege der om mij net mei op te hâlden,' sei Alfred. 'Ik fyn it bêst om oant de middei te wachtsjen. Ik kin hjir wol op besite wêze wylst jim wurkje.'

'Ferhip,' sei John, 'en no hie ik jo hast noch wol in tút jaan wollen dat jo sa betiid kamen. Dan hie ik toch noch in frije sneon hân.'

Alfred glimke.

Doe't de piip leechrookt wie, gongen Engleking en syn soan wer oan it wurk. Alfred holp John om út de pomp fan it gerjochtsgebou wetter te heljen, en paste dêrbij op gjin wetter te griemen op syn klean. Hij murk op dat John, nettsjinsteande syn smel jongesachtich postuer, spieren yn dat blaubaitsje hie dy't sa sterk wienen as kabels. 'Do bist fyftjin, h'n?'

John seach him wat spotsk oan. 'Tachtich min fiifensechtich, ja.'

'Dat is in omslachtige manier om fyftjin te sizzen.'

'No, witt' je, ik wol tachtich wurde en ik tel altyd tebek.'

Alfred glimke. Dy John wie op in freonlike manier skerp, lykas syn neef Dikke John yn Bonnie. ‘De manier dêrsto op praatst soe jo hast bang meitsje om te freegjen hoe swier oftst bist.’

John seach Alfred opnij wat spotsk oan. ‘No, mei in hurdenien kom ik soms ta oan twaensechtich kilo en trije ûns.’

Alfred moast dêr smaaklik om laitsje. Dy trije ûns.

‘John,’ sei Engleking, even rêstich fansiden sjend. Syn brune snor trille, ien kear.

It paad dat se oan it lizzen wienen, rûn lâns de westkant fan it gerjochtsgebouterrein. Wat se earder dy moarns al lein hienen, blonk wiet en grienachtich griis. Foar har lei in lege slûf fan hast seis foet breed en fjouwer tomme djip, dy’t útgroeven wie út de griene seadde. Op de boaiem leinen grouwe grintstiennen. Engleking hantearre de troffel en de ôfstekker mei fakkundige betûftens.

Alfred sei: ‘Jo lizze dat paad nochal tsjok, net?’

Engleking knikte. ‘Dat ha ik leard fan Pete Walker. We leinen se earst twa tomme djip, mar learden al gau dat de froast dy paden dan stikken frear. Te tin. Dat, we prebearren doe fjouwer tomme. Dat foldie better.’

‘Mar heit,’ lei John dêr tsjinyn, ‘dat hat heit útfûn, Pete net.’

‘Nee jonge, ik moat earlik wêze.’

‘Heit, goed, dan hawwe heit en Pete it tegearre útfûn. Krekt sa’t jo dy krimpnaad yn it paad útfûn hawwe om de fjouwer foet. Mei de ôfstekker. Om it barsten yn ’e hân te hâlden as de froast de boel brekt.’

Engleking moast glimkje dat syn soan it sa foar him opnaam.

Doe’t se mei har trijen foar it middeisiten nei hûs ta kuieren, frege John: ‘Spilesto ek honkbal, Alf?’

‘Ik bin soms de werper foar Lakewood.’

‘Hee, dan kinne we nei iten miskien wat hege ballen slaan. Wylst heit syn knipperke nimt. Ik ha in bal en in want.’

‘Fyn ik goed.’

Engleking loek de wynbrauwen omheech. ‘Dat is gjin spul foar grutte manlju, jonge.’

‘Mar it is wol moai om te dwaan, heit.’

‘Ik bin der wis fan dat de leave Heare dat healwizens fynt, John.’

‘Hat de Heare dan nooit ris wille, heit?’

Engleking tocht al piipkend nei. ‘Goed dan, as Alfred mei dij spylje wol. Mar tink derom, moarn net. Dat is de dei des Heare.’

‘Jaja, ik wit it wol, op snein meie wij gjin wille meitsje.’

Engleking en John loeken op de achterstoepe de skuon út en stapten de keuken yn. Alfred folge har. Alle trije wienen nijsgjirrich te sjen

hoe't it sin fan de húsfrou wie. Frou Engleking stie bij de kôkkachel yn in grutte panne snert te rieren. Se hie it hier opstutsen yn twa stive sipeltsjes achter op 'e holle. De tafel wie dutsen mei sneinske boarden, de measten Delfts blau.

‘Iten klear, mem?’ frege John.

‘Gjin honkbal foar iten.’

John helle de skouders op. ‘Wie mar in fraach.’

De manlju wosken de hannen, kjimden it hier, en loeken de stuollen nei de tafel ta. Alfred krige it plak fan Joan nêst John en tsjinoer de hoeke dêr't Ada siet. Joan siet tusken har heit en it lytse jonkje.

Se wienen al aardich op wei mei it miel, en wienen sawat ta oan de rizenbrij mei sûker en kaniel, doe't lytse Sherman fernaam dat it skaad fan in wolk oer it hûs lutsen wie. De heldere sinneskyn ferdwûn fan it gers bûten it rût. ‘Baby bedsje, neenee.’ Frou Engleking fûn dat sa grappich, dat se yn harsels begûn te skriemen. Iderien oan tafel waard stil. Leppels klikten.

Frou Engleking koe it op 't lêst net mear foarinoar hâlde. ‘Ja, en gjinien wit fan it fertriet fan in mem dy't tinkt oan har leafste berntsje, dat se ferlear oan dy freeslike longûntstekking. Myn earne Shermie, dy't dêr dea en kâld yn syn grêfke leit, dêr't it altyd wiet is oan de lege kant fan it tsjerkhôf ... do wiest sa'n helder baaske, sa leaf, en liekst op ús knappe heit en myn knappe broer, dy't alles wist –’

Engleking sei rêstich: ‘Stil no mar, frou.’

Frou Engleking draaide har nei Alfred om. ‘Dat wie myn oare lytse Sherman, dy't aanst takom oktober fjouwer jier west hie, en nei wa't dizze Sherman neamd is, dy't fansels ek in helder ferstân hat, mar net as ...’

‘Frou.’

‘O, ik ken dij, Alfred Engleking, do ellindeling sûnder hart. Do hast gjin trien litten doe't wij him sakje lieten nei de wjirmen ...’

‘Frou!’ Yn ien beweging treau Engleking syn draaistoel achterút en gong oerein. Syn wangen waarden bleek. Hij seach har gleon oan. ‘Frou, wa soe oait fertriet mjitte kinne? Ik ha hjir sa'n leech gefoel yn myn liif ... gjin wurd mear hjiroer.’

Frou Engleking joech belies. En swijde.

John seach op 'e klok. Hij woe noch altyd even balheine. Alfred fernaam beweging yn it waarhúske. It âlde stel wie krekt begûn om fan plak te wikseljen. It âldminske mei har minwaarklean kaam nei bûten ta en de âldman mei syn moaiwaarklean loek him werom.

Nei iten stieken Alfred en John de strjitte oer nei it skoalplein fan it gymnasium en spilen honkbal, wylst de heit op de bank fan de moaie keamer in knipperke naam. Om beurten sloegen se heel hege ballen.

John liet Alfred witte dat er him in aardige fint fûn. In bytsje nei ienen gongen John en Engleking werom nei it paadlizzen. Ada gong mei Alfred in eintsje te kuierjen. Se gongen op besite bij dominy Carpenter yn de pastorijs. Ada hie in strieën hoed mei blomkes op en in griene jas oan, en droech in pearse parasol. Se wienen beide lang en foarmen in kreas span. Doe't se wer nei bûten stapten, fernamen se dat der in licht wyntsje opstutsen wie. It wie in ferrassend soele wyn.

Alfred knikte nei it súdoasten. 'Ik mei net oer de wyn yn dy hoeke.'

Ada seach oer de beammen hinne nei it westen. 'De loft wurket omraak. Miskien krije we it earste reinwetter fan dit jier.' Se naam him dêrnei mei nei it sintrum en liet him de bakkerij, de winkel, de bank en de smidte sjen. Om fjouwer oere ferskynden der hommels ûnwaarswolken oan de westerkym. Se moasten oanpoatsje om droech thús te kommen. Engleking en John kamen achter har oan stampen. Frou Engleking hold de doar foar har iepen. 'Jonge, ik begûn mij al ôf te freegjen oft jimme yn it reinwetter bûten bliuwe soenen mei de hynders.'

Engleking hong syn hoed en jas op, trape de iene skoech út mei de oare, trêde sûnder ien wurd rjocht it hûs troch, en gong foar it hûskeamerrút op it westen stean.

Frou Engleking knikte nei har man. 'Dêr stiet myn dappere man wer. Ien lyts wolkje en hij trillet as in knyntsje.'

Ada lei mei delsleine eagen út: 'Heit is in kear hast troch de bliksem deaslein. Hij wie yn de skuorre achterhûs oan it wurk, doe't de wjerljocht yn ús grutte waaibeam bij de steech sloech en dêrnei oersprong nei de skuorre. Doe't we nei bûten stoden om te sjen wat der te rêden wie, fûnen we him oer de flier. Hij hat in wike heal ferlamme west.'

'Ja,' sei frou Engleking der achteroan, 'hij lei dêr sa stiif as in planke.'

Alfred knikte. 'Myn baas joech mij altyd opdracht om ûnder in dak te skûljen sa gau't ik in tongerkop oankommen seach.'

Frou Engleking stiek de lampen oan. De ien foar ien opgloeiende lampen makken dat it hûs smûk oanfiele. Oan 'e westkant fan de stêd boldere it.

Engleking syn eagen iepenen har ta in heel ljocht blau. 'Frou, is de kelderdoar iepen? Foar it gefal dat wij útnaie moatte?'

Frou Engleking rûn nei de keuken en negearde har man. 'Ada, help mij it iten klear te meitsjen. Do kinst de jirpels wol skile.'

Engleking rôp syn frou strang nei: 'De kelderdoar, frou.'

'Jaja, myn hear, de doar nei de hel sil jo iependien wurde.'

John glimke nei Alfred. 'Gean sitten. Do en ik hoege noch net nei de kelder ta te stowen.' Ut syn skommelstoel wei koe Alfred de loft boppe it dak fan it gymnasium oare kant de strjitte hurd swart wurden sjen.

Engleking stie te sjen. ‘Ik mei der net oer, as it yn it begjin net folle wjerljochtet en it sa ierdetsjuster wurdt. It is de wraak fan God yn de foarm fan wjerljocht dy’t ik freezje.’

Alfred tocht: ‘Tinkt er dat God him persoanlik ha moat?’ In fûle ûnwaarsklap knettere achter de beamtoppen fan de skoalle. De grûn skodde. Der klonk in hol lûd út de kelder ûnder it hûs wei. Engleking die in stap tebek bij it rût wei. Ien tel like syn gesicht op in galvanisearre amer. Hij slokte. Doe begûn er mei in djippe baritonstim te sjongen: ‘Myn siel hat toarst nei God. Wannear mei ik syn antwurd sjen?’

Ada en frou Engleking ferskynden hannedroegjend oan de skelk yn de doar iepening. Alfred wie ferbjistere oer Engleking syn optreden. It wie allegear wat healwiis. Engleking syn stim waard swierder bij it sjongen fan de âlde psalm: ‘Wêrom sa ferbûke, myn siele. Wêrom sa oerstjoer?’

De lange swarte bôlefoarmige wolk strûsde leech oer de beammen. It boldere wer. En ynienen strymden grouwe drippen op it dak, tsjin de ruten. Joan doek ûnder de iterstafel. Lytse Sherman begûn te gûlen.

Frou Engleking kromp even yninoar, en sleat in pear tellen de eagen. ‘Dominy op it dak. Harkje hoe’t er dêr op en del hipt. En ús warskôget om net te sûndigjen.’

Engleking syn stim sakke in oktaaf. Hij wie boppe al dat trelit te hearen, in sterk baslûd. ‘Al jo weagen en jo baren binne oer mij hinnegien.’

John knypeage. ‘Salang’t heit sjongt, is ’t wol goed mei ús. Mar as er begjint te bidden, moatte we oppasse. Want dêrnei moatte we nei de kelder.’

It dak skodde nochris nei in swiere klap. Yn de pronkkast rattelen de boarden. Ruten trillen.

Engleking die de hannen gear en begûn stadich en dúdlik te bidden. ‘Heare God yn ’e himel! Jo binne machtich. Ha toch begrutsjen mei ús, earmoedige skepsels dat wij binne.’ Der kaam in hurde pûst wyn opsetten. Wetter begûn ûnder de finsterbanken troch te spuitsjen. ‘Ferjou ús ús sûnden! Ferlos ús fan ’e kweade. Want jowes ...’ Der sloech in tûke tsjin it erkerrút oan. Mar it glês hold it.

John sprong oerein. ‘Alle machtich!’

‘Nei de kelder!’ rôp Engleking, wyld mei de earms skaaiend. ‘Gau! De wil fan God.’

‘Sjochst wol?’ sei John mei in blik nei Alfred.

Iderien stode nei de keldersdoar. John krige syn gûlende broerke fan ’e grûn. Ada fergeat net in lampe te pakken, sadat se sjen koenen wêr’t se rûnen. De ljedder wie sa steil dat se allegear achterút nei ûnderen moasten. Engleking wie de lêste dy’t bij de houten ljedder del

kladdere. Se gongen allegear om de iisfriezer hinne sitten. Yn it swakke lampeljocht lieken alle eagen krekt aaidjerren. De jirpels fan it foarrige jier roeken nei jittik.

Ada besleat it sjongen fan har heit oer te nimmen:

“O God, ús stipe yn ’t ferline, en ús hope yn ’e takomst,
Us skûl yn stoarmgeraas, jo binn’ ús ivich thús.”

Alfred fûn har stim wer moai. Dy klonk sa suver as in stimfoarke. Har goudene ljipaaien pasten goed bij har gouden stim.

It reinen op it dak saksearre en it bolderjen loek wei nei it oasten ta. Lytse Sherman gûlde net mear. De stilte fan romten sakke op it hûs del. Se stienen ferwûndere yn de skimerige kelder. Engleking seach Ada oan. ‘Ik leau, we kinne allegear wol wer nei boppen.’ Frou Engleking suchte: ‘God sij priizge.’

De oare middeis gong Ada om fjouwer oere mei Alfred mei, doe’t er Daise út ’e skuurre helle. Wylst er har it helter omsmiet en de singel fêstgaspe, sei er: ‘Dat wie werklik in goede preek fan jim dominy hjoed. Dat wij geduld mei elkoar ha moatte.’

‘Tinksto dan, datst wenne kinne soest oan ús tsjerke?’

Hij pakte de leie fan Daise fan in heak. ‘Jawis wol.’

‘Do soest der dan gjin probleem mei ha om bij de Kongregasjonele Tsjerke wei te gean?’

‘Salang’t ik ien ha as dij om foar te libjen, nee.’

‘Alfred, do moatst net fan tsjerke feroarje om mij, witste. Do moatst it dwaan omdat it goed is.’

‘Wit ik.’

‘En do kinst myn nuvere famylje ferneare?’

‘Ha. Dan soest earst ús heit ris sjen moatte. Sa’n wylde gekke Fries.’

‘Kinsto ús mem akseptearje?’

‘Se komt toch net bij ús yn te wenjen?’

‘Fansels net.’

Alfred loek mei syn fingers Daise har bek iepen en stiek it bit fan de team deryn, en gaspe de kielbân fêst. ‘Al moat ik dit wol kwyd, Ada, it spyt mij dat ik it sizze moat: ik wol respekt foar jim mem ha en sa, mar de wierheid is dat jim mem, as it om jim heit giet, in gemeen kring is. Ik sis dat mar planút, omdat it de wierheid is.’

Ada har blauwe eagen sakken stadich ticht, krekt as moast se wat trochslokke dat net sa lekker wie. ‘Wit ik, Alfred. En dêr ha ik al faak om bidden.’

Alfred lei har de earms om ’e smelle mul. ‘Harkris leave, it

foarnaamste is, datsto myn leafste bist. No dan, jou mij in tút, en dan geane Daise en ik op hûs oan. Moarn moat der wer arbeide wurde.’

Ada heve de reade mûle. Alfred seach har even djip yn ’e eagen, oant er maitydsblommen útkommen seach, en joech har doe in stevige droege tút. Hij helle har ek even stiif oan. Doe naam er Daise mei nei bûten ta. Ada folge. Se hold de stokken fan de buggy omheech, wylst Alfred Daise der achterút yntreau. Se heakke oan har kant de learen string fêst.

Doe, mei de leien yn ien hân, sprong er yn de buggy. En fuort wie er. It wie Daise har gewoante om, sa gau’t Alfred yn de buggy siet, direkt mei de earen plat op ’e kop útein te setten.

‘Oant sjen!’

Alfred swaaide nei John en Joan en Engleking, dy’t op de stoepe foarhûs stie, en nei frou Engleking, dy’t taseach út it wenkeamersrút wei.

Ada ❀ 8

De trouwerij wie bepaald foar twaentweintich jannewaris, op in sneintejûn. Doe’t Ada ienris har sin dêrop set hie, wie it toch net sa dreech om elk fierder tinken oan Alvin Ravenhorse fan har ôf te setten. Dat wie no foarbij. Har mem, lykwols, besocht it har út ’e holle te praten. ‘Dat myn dochter, myn eigenste dochter, fan aadlik komôf, trouwe wol mei in ûnwittende boerefeint – ba!’

Ada hold harsels foar om geduld te hawwen mei har mem. ‘Ik ha it jim noch net earder sein, mem, omdat ik tink dat Alfred dat net wol. Mar hij is in Alfred VI yn in rjochte line fan Alfredsons.’

Har mem stie steil bij har kachel. ‘Syn heit is dus in Alfred V?’

‘Ja.’ Ada siet bij de tafel te jirpelskilen.

‘En wêr is syn heit dan?’

‘Ergens yn ien fan de Dakota’s.’

‘Komt dy wol nei de trouwerij fan syn soan?’

‘Tink ik net.’ Ada snijde in djippe sprút út in grouwe jirpel.

‘Omdat er te earm is om te kommen? Of omdat syn soan te dom is om him te skriuwen?’

‘It is te fier.’

‘Hmf. Wat in lef fan earne boerkes om harsels titels te jaan. VI. V. Tink ris yn. Pfa! Utfaachsel út it âlde lân, mear net.’

‘Se ha ienris ryk west, mem. Se ha alles oan de feesykte ferlern. Hynders, kij, barga. Lykas Job binne Alfred syn foarâlden troffen troch it needlot.’

‘Ha! Krekt sa’nien as jim heit. Earm as in lúsangel, mar noch altyd oan dat fabeltsje hingjend, dat syn folk ienris lju fan kwizekwânsje wienen.’

John siet yn syn heit syn draaistoel syn kategisaasjeles te learen. As syn heit der net wie, mocht hij dêr graach yn sitte. Ada frege: ‘John, wat fynsto fan Alfred?’

‘Neat mis mei.’

‘Wolsto him as dyn sweager?’

‘Ik tink fan wol. Hij is net boekjesgeleard, mar hij kin omraak rûke wat er dwaan moat mei dy grutte noas fan him. En man, wat kin dy bij honkbal in curve smite!’

‘Ik wit net oft dat lêste wol in kompliment is.’

‘Do bist in frou, Ada, en guon dingen sille froulju noait begripe. Sa no en dan moat in man ris wat wille ha.’

‘Wêrom?’

John seach har wat spotsk oan. ‘It is de hûn yn in man.’

Syn mem gong dêr direkt op yn, foardat Ada dat koe: ‘Watte? Krimmenikus! Dat is skande, om minsken mei hûnen te fergelykjen.’

‘Dat is de oanstried ta it kwea, mem, dêr’t dominy it altyd oer hat.’

‘No!’ sei syn mem, wylst se oan har korset skuorde troch har grize jurk hinne en it nei ûnderen raamde. ‘No, ik bin gjin teef, lit ik jim witte.’ Ada en John moasten laitsje om hoe’t har mem oan har korset loek.

Dy waard nidich fan dat laitsjen. Se wiisde mei in finger nei Ada. ‘Ja, en ik ha ek ienris in famkesmul hân, hear, sa smel as dy fan in wezeling. Wacht mar datsto safolle bern hân hast as ikke.’

‘Mem,’ foel John har yn ’e rede, ‘dat ha wij al sa faak heard.’

‘Ja, en dat sille jim ek letter noch heel faak fan mij hearre.’

Ada hie de lêste jirpel skyld. Se pakte de panne mei de skilen en sette dy mei in plofke op ’e tafel. ‘Alfred docht de pleats, en ik de húshâlding.’

Har mem prottele noch wat nei. ‘En dan in boerefrou wurde.’

‘Wat is der mis mei it boerwêzen?’ dage John har út. ‘Dat wurd ik ek. Amearika jout jo de kâns om dingen yn it grut te dwaan, en dat is op in pleats. Dat is no krekt sa prachtich oan dit lân.’

‘As hierboer?’

‘Jawis. Jo kinne guon pleatsen hiere op betingst dat de rinte tsjin de haadsom jildt. Troch hurd te wurkjen kinne jo dan op it lêst jo eigen pleats krije.’

‘Ik hie it folle better yn it âlde lân,’ sei syn mem.

‘Boppedat, jo binne frij. Gjinen dy’t jo seit wannear’t jo fan bêd moatte, of op bêd. Dat is krekt wat foar mij.’

‘Dan is der gjin kâns op, dat jim oait nei it âlde lân weromgeane?’

‘Noait in kear.’

Mem begûn te gûlen. ‘Dan is al myn treurjen om ’e nocht.’

Ada har heit mocht nei ferrin fan tiid Alfred wol lije en seach út nei de wykeinen dat er út Bonnie wei bij har kaam. Hij mocht der wol oer dat sa gau’t Alfred ynseach dat er it ergens mis mei hân hie, en der oars oer tinke moast, dat ek die. Alfred gong bij Ada har tsjerke, en dat spiet him net. Hij hie no en dan prûmke, mar doe’t Ada him fersocht dêrmei op te hâlden, die er dat. Alfred hold der ek mei op om foar de dûnsfeestjes yn Bonnie te spyljen, en sette syn muzikale talinten yn foar it spyljen fan gesangen en psalmen. Gjin ‘mar’ of sa, nee.

Twa dagen foar de trouwerij kaam Alfred mei de trein om Ada te helpen mei wat alderlêste boadskippen. Hij sliepte, lykas bij al syn eardere besites, op in fjildbêd op de oerloop. John bea foar de grap oan om de lêste twa nachten foar Ada har doar wacht te rinnen, mar dy sloech dat oanbod mei in kalm glimke ôf.

Ada hie Alfred noch noait sa kreas sjoen. Syn slaggerich hier glom as de kop fan in readwjok, mei glânzgjende griene tinten, soms sels mei in glêde fioletten kleur. Sa no en dan, as Alfred nei har seach, brânden syn ljochtgrize eagen as koallen yn in fulkachel. Op de iene of oare manier koe Ada net yn spanning reitsje. De trouwerij kaam op har ta as wie it inkeld in tsjerketsjinst. Se wie der wis fan dat se fan Alfred hold, mar se hold fan him op in kalme manier.

Ada lei de rûzje mei Minnie Alfredson, Alfred syn nicht, bij en helle har oer om breidsfaam te wurden. Earst wie Minnie noartlich om dat akkefysje bij de fotograaf, mar lang om let woe se toch wol. Se hie ferkearing krige mei in sekere Lemuel Longwood, dy’t in maat fan Alfred blik te wêzen en foarhinne op syn fiolespyljen plichte te dûnsjen.

Har heit krige der lucht fan dat guon jongelju fan doel wienen om nei de trouwerij wat healwizichheden út te heljen mei it pas troude stel, dat hij frege dominy Carpenter om yn tsjerke dy snein oan te kundigjen, dat der perfoarst gjin gekkichheid úthelle wurde moast, of hij soe de plysje der bij helje. Punt út.

Om healwei achten dy sneintejûns gongen Alfred en John earst fuort en wachten yn de konsistoarjekeamer bij de dominy. John sei dat er graach breidsjonker wêze woe en dat it him allinne spiet dat er net de rjochten fan de earste nacht hie. De tsjerke wie om acht oere fol. De jongelju fûnen it in poerbêste grap dat der in trouwerij wêze soe yn pleats fan it wenstige fraachlearen. Foar ien kear op sneintejûn koenen se har ûntspanne en genietsje. De âlderein kaam yn ploechjes. Se koenen nei in noflike jûn en hoegden net thús te tomkedraaien.

It gong allegear as yn in droom. Om kertier foar achten waarden mem, John, Joan en lytse Sherm nei har plak op de foarste bank brocht. Alfred, yn in nij swart pak en sulverkleurige strik mei in diamanten spjeldsje en swarte patintlearen skuon, en John, ek yn it swart, namen har sit yn krekt foar de preekstoel. Minnie, yn it wyt, gong tsjinoer Alfred en John sitten. Doe't de oargelspiler "Dêr komt de breid" begûn te spyljen, naam heit Ada bij de earm en tegearre trêden sij troch it middenpaad nei it plak dêr't dominy Carpenter en Alfred en John stienen te wachtsjen. Har heit wie ek yn it swart. Hij seach der jong út. Hij hie earder dy jûnes lêst fan syn mage hân, mar nei in pear glêzen waarm wetter wie dat saksearre. Ada en har heit rûnen presys op de maat fan 'e muzyk. Se wienen in kreas stel. Ada hie hjir en dêr wat âldeklonje opdien. Mar ûnder it rinnen mei har heit nei de foarkant fan de tsjerke kaam har fan de froulju oan beide kanten fan it middenpaad in sterkere lucht dêrfan temjitte. Se fernaam ek fleuchjes rook fan de sigaren dy't de manlju earder dy jûns rookt hienen.

It oargel hold op mei spyljen. Har heit liet har nêst Alfred stean en loek him werom nei in plak rjocht achter har oan it middenpaad. Har mem suchte dramatys. It gong allegear bûten Ada om. Har korset siet te stiif. Bij it rinnen it middenpaad del hie se it gefoel hân dat se op in hinne en wer swaaiende touter siet.

'As ik mar net flaufal,' tocht se. 'Oer de fier te lizzen mei myn skonken wiidút, op myn eigen trouwerij, wat soe dat beskamsum wêze.' Dominy begûn: 'Myn leave gemeente. Wij binne hjir bijinoar op dizze jûn om de feriening bij te wenjen fan twa sielen ta ien yn it hillige houlik.' De hele tsjerke waard stil, en seach mei oandacht nei it tafriel foar har. Dominy wie al in ein hinne yn de seremoanje foardat Ada har begûn te konsintrearjen op wat er sei. Se woe graach de folle betsjutting priuwe fan de dingen dy't er lies. Alfred syn lang stal tuorke stil en waarm nêst har. John wreau syn noas. Dominy lies troch. It ritueel gong dromerich fierder. En wer moast Ada har ynspanne om de holle derbij te hâlden.

Al gau begûn dominy har persoanlik ta te sprekken. Dat wie it part dêr't it publyk it measte fan hold. Dominy kaam soms nei oan it neamen fan de intime saken fan it houlik. De rest koenen de minsken maklik foar harsels ynfulle. 'In tou fan trije stringen brekt net sa gau. In houlik mei de stringen God, man en frou brekt ek net sa gau. Foarst, God. God wennet, sa't wij witte, yn 'e himel. Hij is ús Makker. Hij is ús begjin en ein. Wij kinne der net oan ûntkomme om yn Him te wêzen en deel fan him te wêzen, sels as wij dat woenen. It is folslein ûnmooglik om ús fan Him los te meitsjen. It iene kin net wier wêze sûnder it oare. Alle dingen begjinne, en hawwe har wêzen en har ein, yn dy wierheid. Dat

is God. Twad, de man. Wij ferwachtsje dat hij de feardige kostwinder is, it earsum haad, de sterke beskermmer fan it kastiel. Hij is de boarne dêr't ideeën foar in lokkich libben út floeie. Yn ien wurd, de heit. Tred, de frou. Wij ferwachtsje dat sij de leafhawwende freondinne is, de skoarbalke om de skokken op te heinen fan de tsjinslach, de stipe dy't har man bijstiet om de stoarmen fan it libben te trochstean. Sij is de beker dy't oerrint fan leafde, de draachster yn waans fleis en út waans fleis ús neiteam komt, de krûk oan waans boezem de helpeleazen har laavje. Yn ien wurd: sij is de mem.'

Ada beve. Doe't se mei har heit it middenpaad delrûn, hie se Alvin Ravenhorse nergens sjoen. 'Mar ik moat net oan him tinke.' Se besocht te glimkjen en tocht oan wat grappichs dat John sein hie, dat er der wis fan wie dat er as houliksgeskink foar syn suster gjin 'Prinses Boarstfergrutter' hoegde te keapjen. Dy John. Dy hie in libben gefoel foar humor. Miskien hie har heit, as er in wat geselliger frou trouw hie, ek gefoel foar humor hân. Mar dan hienen noch sij noch John der west. Dan hie in oarenien nuvere dingen sitten te tinken bij har trouwerij. No ja, se soe in goede frou foar Alfred wêze. Se soe him op ien of oare manier helpe om in goede man te wêzen.

'Nimme jo, Adelheid Engleking, dizze man oan as jowes' – krekt op dat stuit gûlde der in baby achter har en de folgjende wurden fan dominy gongen ferlern – 'mei Gods help?'

Ynienen stie Ada oan de râne fan in wiid wetter. Se ûntdiek dat se alle tiid hie om dêroer te farren. Moast se fan koers feroarje? 'Ja, ik wol bern. O ja, dy wol ik o sa graach. Mar se moatte wol de goede heit hawwe.' Har boat bleau healwei it wetter lizzen. 'Alvin Ravenhorse hie net de goede heit west. Al roek ik mei him wûndere roken.' Doe seach se in hege populier oare kant it wetter. Der waaiden miljoenen pluzige siedsjes út oer de prairie. Se hie de grutte populier bij har steech altyd prachtich fûn. De populier oer it wetter wie Alfred. Dy soe altyd in beam wêze om op in gleone dei ûnder te sitten. Syn skadich skûlplak soe foar har altyd in segen wêze, as se wurch en ôfmêde wie. Dy soe sels de fûlste winen wjerstean. De wjerspegeljende sinneskyn op de glêde blêden soe har altyd in freugde wêze om te sjen. Siedsjes dy't oer de grûn útstruid waarden. Sa woe se it.

'Ja.'

Ynienen klonk der achter Ada it lûd as fan in pomp dy't it net goed dwaan woe, uhk, uhk. Doe stilte. Fuort dêrnei in lûde plof op de flier. Se fiede in sigentsje ûnderoan har jurk. Mem wie flaufallen. Dy earne mem. Se hie in hart dat, as se har opwûn, soms fiif, seis kear achterinoar oersloech, om dêrnei in pear tellen lang heel fluch te slaan. Om dan wer oer te slaan. Har mem foel soms sels flau ûnder in preek. Se klage altyd

nei de tiid dat se, krekt foardat se weirekke, it gefoel hie dat ien har yn in benaude keamer opsletten hie. Dy earme mem. Se wie krekt wyld seewetter yn in tobbe.

John en heit wisten wat har te dwaan stie. Mei in bewend stoisyns gesicht gong John bij Alfred wei, en heit gong oan syn kant fan de tsjerkebank stean, en tegearre sjouden se har mem fuort, wêrbij't John har swiere skonken oan beide kanten fan syn heupen beet hie en syn heit syn earms ûnder har skouders hie. Oeral om har hinne draaiden hollen har om, halzen skjirren yn stive kragen, boezems risselen ûnder siden tailles. John en syn heit treauwen de dûbele doarren fan de konsistoarjekeamer iepen en ferdwûnen.

Dominy Carpenter hapere amper: 'Nimme jo, Alfred Alfredson, har oan as jo wettige frou, mei Gods help?'

'Ja.'

'Adelheid en Alfred Alfredson, jim binne no man en frou.'

De gemeente liet in stadige sucht. De oargelist liet syn fingers oer de wite en swarte toetsen fan it grutte oargel rinne. Hearlike muzyk kabbele oer de dominy en doe om it yn wyt en swart klaaide pear hinne, en dêrnei oer de hele samling opheve gesichten.

Alfred naam Ada bij de earm it middenpaad del en nei de konsistoarjekeamer. Dêr fûnen se har mem, sittend op de râne fan de tafel, dêr't har man en John har earst delflijd hienen. Se wie noch bleek, en gappe skriemend nei de siken. Se klage, o wêrom hie de leave Heare har in hart oanfal jûn krekt op it stuit dat har dochter it hichtepunt fan har libben berikt hie, dat se troude?

'Is it no wer goed mei mem?' frege Ada.

'Och ja. Mar ik ha it grutste momint fan dyn libben mist.'

Ada tute har. 'Mem wie bij ús yn de geast en dat telt.'

John sykhelle djip. 'Ja grif. Even wie ik der suver wis fan dat se ditkear foargood út 'e tiid wie.'

Syn mem sei boazich: 'Gjin spotternij no.'

Alfred frege syn skoanheit, him rêstich fansiden nimmend: 'Docht skoanmem dat wol faker?'

Dy knikte: 'Gauris. Se wurd senuwachtich tusken de minsken. Dat binne de senuwen.'

'Kin dêr neat oan dien wurde? Pillen of sa?'

'Pillen, nee. Mar we ha fernommen dat sij, as jo har hannen iepenhâlde, gauwer wer bijkomt.'

John koe it net litte om wat te grapjeien. 'Heit, op in dei, as heit har hannen wer sa iepenteart, moat heit der gau wat waarm wetter opjitte en dan sjen wat der gebeurt.' Alfred sloech in hân foar de mûle en moast laitsje.

Syn skoanheit stie geduldich nêst syn frou. ‘Even seach se derút as doe’t se foar de galstiennen opereard waard,’ lei er út. ‘Doedestiids hienen se gjin eter bij de operaasjes. Jo leinen dêr gewoan en lieten jo mei it mes iepensnije, wylst jo klearwekker wienen.’

Guesten begûnen de konsistoarjekeamer binnen te stromen. Ada en Alfred, Minnie en John, en heit, Joan en lytse Sherm, en op it lêst sels in suchtsjende, strieljende mem gongen yn in rige stean. Iderien woe it lokkige pear lokwinskje. Sigarereek krinkele boppe de hollen.

Doe’t se letter mei har allen de tsjerke útrûnen, stoppe John in lyts pakje yn de bûse fan Alfred syn oerjas.

‘Wat is dat?’

‘Doe’t heit sei fan gjin gekkichheden, betsjutte dat ek foar mij om gjin grappen te meitsjen.’

‘Hoedatsa?’

‘No, ik wie fan doel om in hânfol siedsjes oer jim beiden hinne te goaien om der wis fan te wêzen dat jim mij in pear omkesizzers bringe soenen.’

Alfred betaaste it stevige pakje. ‘Rys, bedoelste.’

‘Ja. Harkris. Wêrom meitsje jim jim earste miel tegearre dêr net fan? Dat is ien manier om it nei binnen te krijen.’

Alfred sloech wer laitsjend de hân foar de mûle.

Ada en Alfred rûnen tegearre nei hûs ta. Strjitlampen op de hoeken ljochten har bij. Ada wist oan har korset ta wa’t se wie, mar dêrûnder beweegden har skonken as fansels.

Alfred syn hân op har earmtakke wie om beurten ferlegen en stevich. ‘Dy man kin ferdealde goed oargelspylje. Ik fergeat suver dat ik dêr wie om te trouwen.’

‘Alfred.’

‘Dat moat heel wat yngewikkelder wêze as akkordeonspyljen.’

Ada tocht: ‘Ik bin benijd wat der no komt.’ Se tocht: ‘As it mar net wat beskamsums en smoarchs blykt te wêzen lykas doe’t Alvin it besocht.’ Se tocht: ‘As jo dêrbij tinke oan it krijen fan bern, dan is it grif wat hillichs.’ Tegearre gongen se yn ’e hûs.

Ferrassing! Har folk hie toch noch in troutaart it hûs yn smokkele. Dy stie dêr, trije lagen heech, op de tafel yn de wenkeamer. Der hong ek in hearlike rook fan kofje yn ’e hûs. Wat aardich.

Oan ien kant stie noch in ferrassing: Garland Ault en syn frou. Gar Ault wie it haad fan it streekgymnasium oare kant de strjitte. Hij wie in âld-learaar fan Ada. In heel netsjes útsjende man, altyd yn ’e sneinske pronk. Syn frou wie in spjochtich wyfke mei in wale foar it gesicht en rûskes om de polzen. ‘Lokwinske en noch lange jierren,’ rôpen se beide.

Ada en Alfred strielen. Gar Ault, de skoaldirekteur, wie krekt as de dominy in belangryk persoan yn de mienskip, en it feit dat er lânskaam wie in kompliment.

Ada sei: 'Wat attint fan jimme.'

'Graach dien, hear,' sei frou Ault. Har man hold wat achter syn rêch en rikte har dat doe oer. It wie in boek. Hij joech it oan Ada. 'Foar jim beiden.'

Ada streake it boek. It wie bûn yn krêmkleurich linnen. De gouden letters glinsteren yn it ljocht: Us Houliksboek, troch Dr. B. Wieland. Se tocht: 'Dr. Wieland is fan ús tsjerke en wat er te sizzen hat oer it houlik is grif ferheffend.' Se fiede hoe't se in kaam krige. It kaam har foar dat Gar Ault miskien wat bemuoisuchtich wie troch har sa'n boek te jaan. Se hie him der gauris op betrape, dat er op in wat nuvere manier nei har seach. Toch hie se respekt foar him. Se seach omheech nei Alfred. 'Is it net aardich fan myn eardere learaar om ús dit boek te jaan?'

Alfred stoarre nei de gouden letters. 'In soarte fan doktersboek?'

'Nee.' Se lies him de titel lûdop foar.

John lake. 'Do silst dêr gjin bleate foto's yn fine fan minsken, Alf, asto dat tinke mochtst. Allinne mar in rûfelsje regels om net tefolle wille te meitsjen.' Garland Ault krige in kleur. Koart dêrnei heakke er de tommen achter syn festje.

Mem prottele: 'No, John, gjin spotternij oer it hillige houlik.'

Doe wie it de beurt fan heit om wat te jaan. Hij loek in kefert út de binnenbûse fan syn kolbertjaske en joech dat oan Ada. 'No't jim in eigen hûshâlding stichtsje, hawwe wij dit foar jim.' Ada naam ferwûndere it kefert oan. Se draaide it ferskeidene kearen om. In frjemd sacht glimke trille oer har lippen.

'No, Ada fanke, bist bang him iepen te meitsjen?' woe John witte.

'Wêrom soe 'k bang wêze?'

John skokskoudere. 'Wa wit, miskien bisto toch noch mei skande oerladen thúskommen. Ik kin hjir net oeral it each op hâlde.'

'John!'

Alfred krige in kaam. Hij wie mear lilik as dat er him sjenearde.

'Doch iepen,' sei mem. Ada skuorde it kefert mei de finger iepen en seach deryn. 'O!' Se telde se. Tsien nije bankbiljetten. Elk tsien dollar. Se liet se oan Alfred sjen. 'Dat komt moai fan pas bij de twahûndert dysto al sparre hast.'

Mem fearre op. Se seach Alfred even lyk oan. 'Hasto safolle sparre? Twahûndert dollar?'

'Ja. En myn hynder en buggy binne ek al ôfbetelle. Plus fansels al myn klean.'

Mem oertocht dat bij harsels. 'No, jim beide binne ryk, dan.' Se

begûn te beseffen dat hij toch in goede partij wie. Se draaide har om nei har man. ‘Sjochris, se begjinne har troud libben better as wij dien hawwe. En dat, wylst ik fan heger komôf wie.’

Har man waard bleek ûnder syn smelle kaken.

Ada frege fluch: ‘Wêr is it taartmes?’

Har mem kaam mei in forsearre knypeach wer ta harsels. ‘Sa, en no is it myn beurt om jim wat te jaan. Se pakte in behindich pakje achter de hege taart wei en lange dat oer oan Ada. ‘Dit is ferline wike oer de post kommen.’

Ada beseach de postsegel. Dy kaam út it âlde lân.

‘It is fan myn broer,’ sei har mem. ‘Omke Alfred. Dy wurket bij bûtenlânse saken. Krijt rjochtstreeks opdrachten fan de koaninginne sels. Ik hie him skreaun dat jim trouwe soenen.’

‘No, binne jim ek bang om dat te iepenjen?’ frege John.

‘Fansels net.’ Ada joech it pakje oan Alfred. ‘Hjir, it is no dyn beurt om wat iepen te meitsjen.’ Har mem fûn dat mar neat, mar it slagge har om har stil te hâlden.

Alfred helle it frjemde fetfrije pakpapier derôf. In swarte learen doaze waard sichtber. Hij die him iepen. Dêr, op sulverkleurich satyn leinen fleismessen, in itersmes, foarke en slypstiel.

Har mem striele troch har triennen hinne. ‘It is gjin taartmes, mar ik tocht dat it wol moai wêze soe om dêr toch de taart mei te snijen.’

‘Fansels, mem,’ sei Ada. Alfred pakte it glimmende mes en beweegde it lims lâns syn tommeneil. ‘Skerp genôch om in hier mei te snijen.’

‘En lang genôch,’ sei John, ‘om foar mij in grut stik taart mei te snijen, mmm.’

‘Prachtich,’ ferklearre Garland Ault, ‘dy ivoaren hêften.’

Alfred joech it mes oan Ada. ‘Hjir, snij do de taart mar. Sokke dingen bin ik net wend.’

Ada treau it sacht en mei in ynskiklik glimke fan har ôf. ‘Nee, dat is it wurk fan de man.’

Har heit stie der glimkjend bij. ‘Dat is de taak fan de man, jawis, mar do moatst him dêrbij helpe, Ada.’ Alfred hold it mes tsjin it tsjokke wite glazuer fan de earste laach. ‘Hjirre?’

‘Ja, dêre. Krekt nêst dat reade roazeknopke.’ Ada lei har hân op dy fan Alfred en holp him it mes de taart yn te triuwen. It skerpe mes snijde maklik, oan de boaiem ta. Dêrnei makke Ada it taartsnijen ôf. Se snijde mear as genôch stikken foar allegear. Se fernaam dat har heit mar ien hapke út de taart naam en him doe ûnopfallend oan ’e kant sette. Hij joech John de wink dat dy it opmeitsje mocht.

Ada tocht: ‘Der is wat mis mei syn mage.’

Ut en troch gong John even oerein om nei bûten te sjen. Heit frege op it lêst: ‘Jonge, wêr sjochst nei?’

‘Ik tocht dat der miskien noch wat grapmakers lânskomme koenen.’

‘Dan rop ik de plysje.’

‘Heit, yn ’e goedichheid, dy jonges bedoele der gjin kwea mei.’

‘Jonge, in trouwerij is net in gelegenheid foar healwize oanslaggen.’

Direkteur Ault knikte. ‘Presys. Sa tink ik der ek oer.’ John seach direkteur Ault noartlich oan.

Al moai gau gongen Ault en syn frou stean. It wie tiid om nei hûs ta. Doe’t se yn de doar iepening stienen, koe de direkteur it net litte. Op it lêste momint besocht er om Ada gau in tút te jaan. It wie hast stikem sa’t er it die. En it slagge him net om Ada fol op ’e lippen te tútsjen, omdat se it oankommen sjoen hie en him op har beurt fluch it wang takearde.

Frou Ault pipe ûnder har wale wei: ‘In tút foar de breid, jonge noch ta. No Gar, ik wist net datst noch safolle romantyk yn dij hiest.’

Ault wreau mei de wiisfinger oer syn lippen. ‘Wolterêsten allegear. Mei God jim segenje.’

‘Betanke foar it boek,’ rôp Ada har nei.

‘Heel graach dien, hear.’

Har mem die de doar ticht. ‘Sa, einliks.’

‘No mem,’ sei John, ‘wat wie dat no wer yn tsjerke fan ’e jûn? Sa’t mem oangie, wie it krekt as troude mem yn pleats fan Ada.’

Mem sei stikelich: ‘Ik fyn dat in mem it rjocht hat om wat te treurjen as se in dochter kwytrekket. Ik bin ek al myn leafste soan kwyttrekke.’

‘John,’ sei heit, ‘sa kin ’t wol wer.’ Hij glimke Alfred freonlik ta. ‘Wat we eigenlijk sizze moasten, is dat we fan ’e jûn in soan krigen hawwe.’ Alfred moast dêr om glimkje.

Mem koe net oer de manier wêrop’t it ûnderwerp feroare wie. Mei in knikje fan har grize holle tsjutte se oan dat Ada en har man no mar op bêd moasten. It pas troude pear soe boppe yn Ada har keamer sliepe. Se deelde Ada op heimlike flústertoan mei: ‘Ik ha de pot ûnder it bêd set.’

John hearde dat geflûster. ‘Wat? Is Alfred in bêdepisser, krekt as ús Joan?’

‘Ik bin gjin bedsjepisser, hear!’ rôp Joan.

‘Altyd.’

‘Stil,’ systere mem. ‘En do, John, mei dyn gekoanstekkerij ...’

Joan stume: ‘Ik wol net ûnder op de bank sliepe.’

‘Ssst.’

‘Miskien pisje ik dan wol op ’e bank.’

‘Sst. Ast dat lapst.’

‘Wêrom moat ús nije soan Alfred op myn plak sliepe? Soannen meie toch net bij dochters sliepe?’

‘It is mar foar ien nacht, bern.’

Joan har eagen gongen stadich wiid iepen. ‘Bedoelt mem dan, dat Ada fuortgiet?’

‘Ja, fanke.’

‘Foar altyd?’

‘Ja. En lûk no dyn nachthind mar oan. Ik sil it swilkje foar dij helje.’

‘O, jipyyyy! No is ’t myn beurt om heit syn grutte faam te wêzen.’

Har heit glimke har wat geizenich oan. ‘Ja, dochterke, moarn is it dyn beurt.’

Ada gong mei in nachtlampe foarop. Alfred folge. De trep kreake. Beide moasten dûke bij it binnengean fan de sliepkeamer. Yn ’e midden wie der krekt genôch romte foar Alfred om rjochtop te stean. It wie kâld yn de keamer. De iennige waarmte kaam troch it roaster om de kachelspiip hinne.

‘Jonge,’ sei Alfred, ‘dit wurdt mij in nacht, as wij foar elkoar bêdwaarmers wêze moatte.’

Ada glimke, senuwachtich. ‘No ja, it is mar foar ien nacht.’

It ôfskoattele hoekje foar de klean wie te lyts foar beiden om har út te klaaien. Ada tocht dat se har miskien om de beurt mar yn it gonkje útklaaie moasten. Mar doe tocht se: ‘Mar no’t we trouw binne, kin ik Alfred net bêst freegje om de keamer te ferlitten.’ Se kearde Alfred de rêch ta. Hij die itselde.

Se makke de knoop yn de sjerp los en makke doe achter op de rêch de heakjes los fan har wite jurk. Se koe net helendal bij it boppeste heakje en each, en nei in kear as wat besykjen suchte se en sei se: ‘Alfred, kinst dat los meitsje?’

‘Graach.’ Alfred hie syn pak al út en stie yn syn boesgroen. Hij makke it boppeste heakje los.

‘En ik tink myn korset ek.’ Alfred tyspele ferskeidene kearen oan it boppest fan har korset.

‘Fergemy, wa hat dy knoop der foar dij ynlein?’

Ada moast laitsje. ‘O, dy smoarge John. Dat hat er mei sin dien.’

Alfred frimele in skoft oan de knoop. Op it lêst sei er: ‘It spyt mij, mar ik sil dit mei ien fan myn hoektosken prebearje moatte. Dat is it iennich skerpe dat ik bij mij haw.’ Hij bûgde him foaroer en biet yn de knoop. Ada fielde syn skeard wang tsjin har hûd boppe it korset. Heel eventsjes roek se in wûndere rook.

‘Sa dan,’ sei Alfred. ‘Dat is him.’ Hij loek in pear kear even koart en linich oan de knoop en dy skeat doe los. ‘Klear, leave.’

‘Tankewol, Alfred.’ Se loek it korset helendal út. Op har búk, no frij, ferskynden twa lytse bultsjes, krekt as hearden dy net bij har. Se

sykhelle even djip. ‘Wat in ferromming om út dat martelwurktúch te stappen.’

‘Wêrom draachst it dan? Do bist ommers al slank.’

‘Hast gelyk. It is in healwize oanwenst. It is net mear as in manier om in famke te helpen bij it feroverjen fan in man. Ik sil bliid wêze as dy moade feroaret.’

‘Hasto dyn man no dan al net ferovere?’

‘Alfred, ik wol net graach tinke dat ik dij ferovere ha.’

‘No, ik leau dat ik dat ek net tinke wol.’

‘Wij froulju soenen ús ferstân mear brûke moatte bij hoe’t wij ús klaaie.’

‘As de babys komme, hoechst it ek net te dragen.’

Ada tocht: ‘Heden, wat kin dy man frij wêze. Mar dat is goed. Goed.’ Se gongen troch mei útklaaien, mei de rêch nei elkoar ta. Doe’t Ada safier wie dat se alles útlûke koe troch derút te stappen, strûpte se it nachthimd oer har holle en loek de ûnderrok en hoazzen dêr ûnderwei.

Se kearden har op healwei nei elkoar om en seagen temûk nei elkoar. Ada hie dêr in hekel oan.

‘Oan watfoar kant fan it bêd wolsto sliepe?’ It hollenein fan it bêd stie bij it rût. ‘Ik ha altyd tsjin de muorre sliepen, sadat Joan net oer mij hinne hoegde te krûpen as se nei de nachtspegel moast.’

‘Ik nim dan wol de bûtenkant. Boppedat, as in frou oan de rjochterkant fan in man stean kin bij it trouwen, kin se seker wol oan in man syn rjochterkant op bêd sliepe.’

‘Sa sille wij it dan mar dwaan, Alfred.’

Ada wie o sa ferbaasd dat se harsels sa goed yn ’e macht hie, dy earste nacht dat se nêst in man lizze soe. Se tocht oan Ruth fan de Moäbiten, dy’t harsels heel kalm oan de fuotten fan Boäs lein hie. “Alleman yn ’e stêd wit wol dat jo in deugdsume frou binne ... doe joech se har del bij syn fuotten oan ’e moarntiid ta; mar hja gong oerein ear’t de iene de oar ûnderskiede koe.”

Ada knibbele op ’e flier foar it bêd. ‘Ik wit net hoe’t it mei dij is, Alfred, mar ik bin wend om te bidden, foardat ik mij nachts deljou.’ Alfred stie stokstiif. Troch de split oan de sydkant fan syn wyt nachthimd wienen syn bleate skonken te sjen.

‘Alfred?’

‘Eh, goed dan.’ Doe sakke er nêst har del. Syn knibbelpannen makken dúdlik te hearren kontakt mei de flier. ‘Miskien is dat wol in goed ding.’

‘Ast wolst, kinne wij tegearre stil bidde.’

‘Goed.’

Ada bidde yn harsels. Se frege har Heit yn ’e Himel om har siele te

behoedzjen. Se ûnthiet dat sij yn alles wat se die altyd oan Him tinke soe, dat har siele earst fan Him wie, foardat dy fan har man wie, dat as it tiid wie om de heitestof fan har man te ûntfangen, sij leafdefol en myld wêze soe tsjin him, mar op deselde tiid altyd oan Him tinke soe. Yn Jezus' namme, amen.

Ada wist net wat Alfred bidde, mar doe't se tegearre oereingongen, seach se yn it sachte oranje lampeljocht op syn gesicht in kalme manlike berêsting. Hij wie it net echt iens mei alles wat der pleatsfûn, mar hij hold fan har en woe wol meigean yn wat sij woe.

Ada sljurke op knibbels oan de muorrekant op bêd del en glied ûnder de tekkens. 'Hearken, wat is dat bêd kâld.' Alfred stoep nei de lampe en hold de holte fan syn hân boppe de glêzen tute.

'Alles ynoarder?'

Ada betocht doe ynienen: 'Ik ha fergetten op 'e pot te gean!' Se wie toch wol wat senuwachtich. Bij it op bêd gean mei Joan wie in besite oan de wite troan altyd it earste dêr't se oan tochten, suver mear noch as it nachtgebed. 'Wêrom giesto net ...,' se krige in kaam. De dierlike kant soe toch noch syn gerak hawwe moatte.

Alfred begriep it. 'No ja, wêrom stap ik net even it gonkje yn, dizze earste kear?'

Wat attint fan him. 'Goed, Alfred, dat is moai.'

Letter wie it syn beurt. De pot befette no it mingsel fan it wetter fan har beiden. Alfred blaasde de lampe út en glied nêst har. Se leinen side oan side. Syn rjochter earmtakke roerde amper har linker earmtakke. Beide beweegden se in oantal kearen har grutte tean tsjin it boppeste lekken.

Ada suchte: 'Wat in genot dat ik mij fannacht net drok hoech te meitsjen oer Joan.' Se koenen ûnder yn 'e keamer har mem foeterjen hearre om elk op bêd te krijen. Ada sei tsjin it tsjuster: 'It wie toch noch in prachtige trouwerij.'

'Dat wie it. Al waard ik wol even kjel troch jim mem.' Ada suchte wer. 'Earme mem.'

'Ja, mar ferjit jim earme heit net.'

'Ja, hij ek, fansels.'

Alfred stiek syn earm ûnder har lea troch en helle har even wat oan. Ada besleat dat ta te stean. Stadich ferwaarmen har lichems elkoar tusken de kâlde lekkens. Alfred draaide him wat op syn side tsjin har oan en lei syn flakke hân lichtsjes op har búk. Ada naam syn hân yn har beide hannen. Wat in prachtige fingers hie er, lang en sterk. En altyd skjin. 'Alfred,' flústere se.

'Ja, leafste.'

Sa't er nei har ta lei, fernaam se wat dat as in tredde hân oanfielde.

‘Ik woe eigenlik’ – har hart begûn o sa raar te slaan – ‘Ik woe eigenlik dat wij it net fuortendaliks dienen. Dat we wachten oant we bern ha wolle.’

‘Mar leave...’

‘Ik wit dat in goede frou tajaan moat oan har man en dat se him syn rjochten as man net ûntkeare mei, mar ik wol dat de baby pas komt as we op syn minst in jier trouw west hawwe.’

Alfred tocht dêr even oer nei. ‘No, ik tink dat der in goede kâns is dat it bij de earste kear fuort al raak is. Foar in hynst is ien kear al genôch.’

Hoe koe in man mei sokke skjinne hannen sa bot wêze.

‘Mar do moatst dij net drok meitsje oer wizende fingers fan minsken, Ada. We witte wat we witte, tusken ús beiden, en wat we witte giet gjinien wat oan. Jim mem ek net.’

‘Wit ik, Alfred. Ik wol der allinne earst in skoftke oan wenne om bij dij te wenjen, foardat ik in bern begjin te dragen. Dij echt kennen leare. Ik wol net as ús mem wêze. In bern krije dêr’t ik net klear foar bin.’

‘Seit jim mem dat oer har bern?’

‘Stil no mar, Alfred. Oardeel net, datst net oardeeld wurdst.’

‘No, ik soe der net sa oer tinke, dêr kinst fan mij op oan.’

‘Dat is omdatsto in man bist en se net hoechst te krijen.’

‘Mar ik moat se toch ûnderhâlde? Har iten jaan en beskermje? En har dingen leare, as it jonges binne?’

‘Ja, Alfred, dat is sa. Mar toch wol ik net fuortdaalk in bern.’ En se sei dêr achteroan: ‘Ik tocht, dat it earste bern, as it kaam, miskien komme kinne soe op myn jierdei. Of oars op dy fan ús mem.’

Alfred die de ôftreksom yn it tsjuster. ‘Do bedoelst, wij moatte wachtsje oan trije april ta? Trije hele moannen?’

‘Sa ûngefear.’

Alfred liet in swiere sucht dy’t helendal út syn teannen kaam. ‘Dat liket mij neat ta. Mar ... asto dat beslist wolst, dan dogge we dat. Want ik meitsje it dij graach nei it sin. En ik ha beloofd om goed foar dij te wêzen. Ik ha al dy jierren al wachte, dat der kinne grif noch wol trije moanne bij.’

It duorre net lang of it fiede as hie Alfred noch mar twa hannen. Súntsjesoan foelen se yn ’e sliep.

Ada * 9

As in soarte fan houliksreis gongen se op besite bij guon famyljeleden oan har heite kant yn it oasten fan Siouxlân. Har famylje foel Ada ôf.

In neef, Henry Engleking, wie troude mei in sekere Thila Rook en Thila hie Ada yn it bysûnder sjokkeard, doe't se op in jûn krekt foar it op bêd gean tegearre nei it húske gongen. Thila sei laitsjend dat as har man Henry net gau mear ambysje sjen liet op bêd, sij dan wol in buorman wist dy't dat wol hie. Ada koe sjen dat it mei Thila ferkeard ôfrinne koe.

Dêrnei útfanhuzen se in wike bij har heit en mem. It wie de tiid fan de moanne foar Ada. Se wie bliid om te sjen hoe'n konsideraasje Alfred hie mei har reade blommen. Dêrtroch hold se noch mear fan him. Beide begûnen it gefoel te krijen hoe ûnnatuerlik it wie om altyd bij in oar op besite te wêzen, oan oarmans tafel te iten, om altyd fatsoenlik te wêzen.

Op in dei ein febrewaris, op in moande, namen se de trein nei Bonnie, dêr't se de nacht trochbrochten yn it hotel. De oare moarns helle Alfred Daise en de buggy út de stâlhâlderij. Alfred bûn Ada har grutte koffer, útsetkiste, en har oare koffers op it багаажjerek fan de buggy. Doe rieden se nei in boelguod, twa myl benoarden de stêd. Nei tûk bieden kochten se in lytse kôkkachel, in fulkachel, in flink oantal kachelspipen, in dûbel bêd mei in matras, in keukentafeltsje mei twa stuollen, in keukenkast, in wasktobbe, in rjemmeskieder fan Sears, en in gerskoer, allegear yn goede kondysje. Alles bijinoar foar 31,50 dollar. Se praten mei dikke John ôf dat hij it yn in slide dyselde middeis noch oerbringe soe. John wie ek krekt troude en wenne oan de Canton Road, noardlik fan Bonnie, net te fier fuort. Tsjin trijen wienen se ûnderweis nei de pleats dy't Alfred hierd hie, oan de Rock Falls Road, sa'n heale myl boppe Bonnie.

It wie in heldere dei. Se moasten lyk yn in pûsterige noardewyn op ride. It duorre net lang of se hiene beide in reade noas. Nei in skoftke moast sels Daise snotterje en dy krige it doe yn 'e kop en kear om, werom nei de stêd en nei in waarme stâl yn de stâlhâlderij. Mar troch Alfred syn fêste hân op de jalings en in resolút 'Daise' rûn se troch.

Se rôlen in plattelânsskoalle foarbij en doe bij in sacht gloaiende hichte op. In rige eskenbeammen stie lâns de westkant fan de dyk. Alfred wiisde: 'Dêr is it, leave. Dy reade skuorre oan de linkerkant.' Hij hie net folle loslitten oer har nije thúshús, inkeld dat de grûn fruchtber wie en dat de skuorre krekt read ferve wie. Ut de fierte wie te sjen dat it hús ferlet fan in kwastke ferve hie.

Alfred loek even licht oan de linker leie en nei wat tsjinakseljen draafde Daise it boerehiem op. Se hold ho foar de hikke foarhús.

'No, Alfred, dit is moai. In echt moaie beammantel. En allegear op heger grûn, dat we kinne in heel ein sjen.'

'Ja, mar de foarrige hierders ha in rommeltsje fan it hiem makke. It helendal fertutearzje litten.' Hij wiisde nei de bulte rotsjende kolven,

blikjes, en oeral hinnefearren, en hikken dy't op ien knier hongen. 'Dy Windmillers wienen in idioat stel. De iennige reden dat we it krigen ha, is dat de mem fan frou Windmiller, de âlde dame Gately, fan wa't dit plak is, op it lêst lik waard en har fuortstjoerd hat. Op guon dagen die dy Windmiller amper in slach wurk. In flinterknipper.'

'Wêr binne dy Windmillers bedarre?'

'Hij hat in baantsje as karrider yn Rock Falls oannommen. Dat past better bij him.'

'Watfoar in frou is dy Gately?'

'Se is wat tearhartich. Dat, iderien wie ferheard doe't se har eigen dochter der úttrape.'

'Sa te hearren in goede frou.'

'Dat is it ek. Se lit ús de pleats hieere foar twafyfde fan de opbringst en fjouwer dollar de acre foar beweidning en healân.'

Ada bestudearre it behindige hûs mei solderferdjipping. 'Lit ús, foardatst Daise fuortbringst, earst tegearre it hûs besjen. It is wat aaklich om allinne in leech hûs yn te gean.'

'Is goed.'

Se stapten út. Alfred skode de stikkene hikke heal iepen, sadat se der troch koenen. Koarte brede planken, wat rûch oanlein as plankepaad, wienen heal fuortrotte. De houten stoepe foar it ôfdak siet in skuor yn, en de spikers wienen troch de froast heal nei bûten treaun.

Yn 'e hûs seach it der better út. De roeden foar de gerdinen hongen der noch. Yn de keuken wie it blauwe linoaleum, behalve dêr't de kachel stien hie, ek noch ynoarder. It behang, fan giel imitaasjekrulwurk, seach der noch ridlik út. De rook fan sjippe fermongen mei triemmige riezels hong noch yn 'e lucht. Se ynspekterren ek noch de wenkeamer, de moaie keamer, en de iene sliepkeamer. Ada rôle de fealgiele rolgerdinen omheech om it ljocht yn te litten. It meganisme die it noch. Alles wie netsjes oanfage. It behang koe der yn de measte keamers op troch.

'Dy man mei dan in sloppeling west hawwe,' beprakkesearde Ada lûdop, 'mar de dochter fan frou Gately liket noch wat grutskens oerhân te hawwen.'

'Om dij de wierheid te sizzen,' sei Alfred, 'ik bin ferbaasd. Krekt nei Krysttiid seach it hûs der ferskriklik út. Oeral smoarge ruften.'

'Hoe ûntaarde in frou ek is, se sil altyd de boel achter har oprêde as se in plak ferlit, al is it allinne mar omdat se net wol dat se troch har opfolchster berabbe wurdt.'

'Wêr hast dat no allegear leard?'

'Sa sit in frou ynelkoar.' Ada rûn werom nei wat har sliepkeamer wêze soe. 'Mar toch wol ik dit hûs fan boppen nei ûnderen skjinskrobje. En dan wol ik elke keamer behingje.'

‘Mar wêrom, as it der net te min útsjocht?’

‘Sa sitte froulju ek yninoar. Ik wol begjinne mei in folslein nije beklaiïng fan ús nêst.’

‘Goed dan. Mar do silst it measte dêrfan allinne dwaan moatte. Ik ha genôch op it hiem te dwaan. En letter op it lân.’

‘Wit ik.’ Ada seach foar har hoe’t it wêze moatten hie foar dy oare frou, dy’t har ûnderwurpen hie oan har man, en yn dyselde keamer har bern krigen hie, de rúzjes, de tuten, de parfums, de triennen, wêr’t de meubels stien hienen en hoe’t dy derút sjoen hienen, de kleur fan de flierkleden, hoe’t de gerdinen hongen hienen. Wat in skriklike beslissing foar de mem, frou Gately, om har eigen dochter te freegjen it âlde plak te ferlitten.

Alfred huvere. ‘Ik hoopje dat dikke John hjir gau mei de kachels komt. Want it nimt wol even om de kjeld út dizze muorren te stoken.’

‘Lit ús even sjen hoe’t it der boppe útsjocht. Je kinne altyd sjen oft it dak lekt troch nei it plafond yn de solderkeamers te sjen.’

Se beklommen de smelle steile trep, mei Ada foarop. Op de twadde ferdjipping wienen der mar twa behyplike keammerkes mei kajuten en in puntdak. Ien blik wie genôch. It dak lekte. Der sieten allegear brune ringen op it behang boppe har. It wie krekt as hie in bêdepisser fan Windmiller altyd op it dak sliepen.

‘It liket derop dat de ferhierster de beurs lûke moatte sil foar in pear dakpannen,’ sei Alfred. ‘Nêst de ferve en de stekken.’

Bûtendoar klonk it brinzgjen fan Daise. ‘Aha,’ sei Alfred, ‘dêr ha we dikke John. No gau it spul útlade en yn ’e hûs.’ Se rûnen fluch nei ûnderen om John te begroetsjen.

Ada hold de doar iepen foar de twa manlju wylst se it húsrie yn ’e hûs sjouden. Dikke John holp Alfred ek om Ada har hutkoffer, útsetkiste, oare koffers en de boadskippen te sjouwen. Tsjin de tiid dat se klear wienen, lei der in siringekleurige skimer oer it licht besnijde lân. Dikke John glimke út syn skieppefellen jas wei. ‘Klear?’

‘Jawis.’ Alfred stiek him in hân ta. ‘Oare kear is it myn beurt.’ John seach even nei syn hân en fûstke doe mei him.

Ada sei: ‘It spyt mij dat we noch gjin kofje ha.’

‘Is wol goed. Ik moat toch fuort. Myn frou Etta hat noch altyd net leard om de twa kij te melken dy’t we hawwe.’

Alfred seach nei it oasten. ‘Do hast der aanst in folle moanne bij.’

‘Flick en Fly soenen it paad werom wol witte, ek al wie it sa tsjuster as de binnenkant fan in âld frouljusûnderbroek.’

‘No dan, kalm oan.’

‘Ja, en wat langer wat dreger.’ Mei in pleagerich glimke klom er yn syn slide, heakke de linen los, sloech der ien kear mei, en mei in knerpend lûd fan de slidegliders setten syn swarte hynders útein.

Alfred klaude fluch út de útsakke bulte maiskolven in kuorfol droege kolven bijelkoar en brocht se nei de keuken. Hij sette mei Ada de kôkkachel op itselde plak as frou Windmiller harres hân hie. Nettsjinsteande kâlde fingers stieken se de kachelspijen te plak en makken se de bochten mei in stik kramtried oan in skroef yn it plafond fêst. Ada makke in bal fan wat âld krantepapier en treau dy yn 'e kachel. Alfred stiek mei in lûsjefier it papier oan en lade doe hânfolle kolven yn. 'No mar ris sjen oft de skoarstien trekke wol.' Hij sloech stof fan syn wanten ôf. Even letter begûnen flammen yn 'e skoarstien op te lekken. 'Ja, hij trekt,' ferklearre er.

De lûd brommende kachel joech Ada in goed gefoel. 'Ik meitsje gau wat iten klear wylsto Daise te plak bringst.'

It wie krekt seis oere, doe't Ada en Alfred sitten gongen foar har earste miel yn har eigen hûs. Ada siet oan de kachelskant; Alfred dêr't er oer it hiem útsjen koe troch de ruten op it westen en suden. Ada har âlde nachtlampe yn 'e midden fan it keukentsje wie har iennige ljocht. De giele muorren fan de keuken en de blauwe flier namen de waarme kleur oan fan in eigen hûs. Sachte sulverdamp wolke fan de seane jirpels en de koal mei woarst dêr't Ada se har man foarset hie. De kofjepot prottele op 'e kachel.

'No,' sei Alfred, 'fan 'e jûn hoege we net te wachtsjen op in oar haad fan 'e húshâlding om de segen te freegjen.'

Ada glimke nei him oer de tafel. 'Hast gelyk. No kinsto lang om let oan dyn eigen tafel foargean yn gebed.'

Bij dy wurden waard Alfred ferlegen.

'Is der wat, Alfred?'

'No, Ada, ik betink no, dat ik noch noait earder lûdop bidden haw. Foar oaren.'

Ada lei de hannen yn 'e skoat. 'Alfred, ik bin dermei opgroeid dat it haad fan it gesin, de man, foargong yn gebed.'

'Wit ik.'

'En ik soe heel graach wolle datsto yn ús hûs ek foargongst yn gebed.'

'Moat ik dat echt?'

'Ja. Doch it mar. De wurden komme wol. Kies de wurden mar dyst yn dyn hart fynst. Dat binne trouwens de wurden dêr't de Heare allinne mar belangstelling foar hat.'

Alfred die de hannen gear en sleat de eagen. Syn grutte noas glom yn it mylde ljocht. Boppe de kachel tikke de wekker. Syn gesicht waard stadich read.

'Kom, Alfred. Sykje de wurden yn dyn hart en brûk dy.'

Alfred skodholle. 'Alles wat ik dêr ha binne gefoelens.'

‘Sprek dy dan út.’

‘It probleem is, myn gefoelens binne foar it meastepart tsjokke rjemme en der is noch gjin bûter fan makke.’

‘Do brûkst no toch al wurden om mij deroer te fertellen.’

Alfred siet noch in skoft stil, mei de eagen ticht, en mei triljende lippen.

‘Kom, ik sil di helpe.’ Ada sleat de eagen. ‘Sis mij nei: “Goederjouske God yn ’e himel”.’

‘Goederjouske God yn ’e himel.’

‘Op ’e jûn fan dizze dei, oan ’e ein fan ús soargen en gewrot, past it ús dat wij Jo sykje ...’

Alfred sei har dy wurden nei, mei syn tonge har intonaasje presys neibauwend.

‘... om Jo te freegjen dit iten te segenjen dat Jo ús jûn hawwe en wij foar ússels klearmakke hawwe.’

‘Dat is net itselde as bij jimmie heit.’

Ada die kjel de eagen iepen. Alfred hie sinent ek iepen en stoarre har oan.

‘Ssst, Alfred, eagen ticht. We binne yn oanwêzichheid fan de Heare. Fansels, ik wit wol dat it net itselde is as bij ús heit. Ik fûn dat we ús eigen gebed ha moasten. Dat de minsken tinke sille dat it uzes is.’

‘Dan hiesto der al earder oer neitocht? Om mij te helpen?’

‘Ssst, Alfred. Ik bedoel der gjin kwea mei. Ik tocht allinne mar oan it wolwêzen fan ús beiden. En hoe’t wij ús eigen famyljelibben yn rjochtsje moatte.’ Se sleat de eagen wer. ‘Gean troch.’

Alfred gong troch: ‘Mei dit ús lea sêdzje en ús de kracht jaan om ús wurk te dwaan en de goede striid te striden tsjin de kweade. Segenje ús nederich hûs. Segenje al ús wurk. Segenje ús neisten en leafsten, wêr’t se mar binne.’

Alfred folge har wurd foar wurd, letterlik.

‘Ferjou ús al ús sûnden. Yn Syn namme freegje wij dit. Amen.’

Doe’t er nei har klear wie, seach Alfred stadich nei har op. Syn eagen stienen wat ferbaasd.

‘Wat is der, Alfred?’

De blik fan ferheardens waard in myld glimke. ‘Dy wurden passe presys bij myn gefoelens. Mei tsjokke rjemme en al.’

Ada har eachhoeken skeaten fol triennen. Se woe oerein en him in tút jaan, mar betocht har. Se woe him net opwine.

Alfred skepte jirpels, koal en woarst yn. Hij geat ek flink wat stevige sjú oer alles hinne. ‘Mmm. Sjocht der goed út. Nei sa’n dei.’

Ada skepte ek út.

Alfred siet neitinkend te kôgjen. ‘Smakket ek noch poerbêst.’ Hij smaarde bûter op in stik bôle. ‘Do kinst goed itensiede.’

‘Iderien kin itensiede, Alfred.’

‘Mar net elkenien kin dat goed. Gean mar ris bij de boeren lâns te terskjen en dan silst wol foargood fernimme dat net iderien dat goed kin. Sok in goed ferstân wurdt net elke dei omparte.’

‘Je hoege gjin harsens te hawwen om goed itensiede te kinnen. Allinne mar in tonge.’

‘Ada, ik sis dij, oant ik dij tsjinkaam hie ik al sawat besletten om frijfeint te bliuwen fanwege al dat strieminne iten dat mij foarset waard.’

‘Alfred, hâld op, ju.’

‘Mar it is wier.’ Hij stipte in hompke bôle yn de sjú en stiek it yn ’e mûle. ‘Mmm. Mar God sij tank sjoch ik no dat it in goed ding west hat dat ik dat berop net keazen ha.’

Ada lake lûd en fleurich. ‘Alfred, do bist soms sa’n nuverenien.’ As dessert makke Ada in blik perziken iepen. ‘Oare simmer meitsje ik myn eigen yn. Ik bin net sa gek op blikjeperziken.’

Alfred lake har oan mei de laits fan in man mei in folle mage. ‘Alles dêr’t ik no noch om freegje is in bêst bakje kofje.’

Ada begûn in noflik en waarm gefoel te krijen, dat se sa allinne bij Alfred siet, sa op ’e romte. Tegearre soenen se in lokkich libben hawwe. Se roek in swak fleuchje wylde roazen yn de keuken. De kofje mei de molke út in blikje en sûker smakke lekker. Alfred hong achteroer yn syn stoel, stadich en mei geniet lytse swolchjes nimmend fan it brousel.

Ada gong oerein en lei mear kolven yn de kachel. De stadich opwaarmjende keukenmuorren begûnen hjir en dêr te kreakjen. Se skode de kachelsskúf in bytsje ticht om it fjoer wat better te regelen.

Alfred fûn syn piip. ‘Wêr soenen we toch dat tûntsje mei tabak delset hawwe?’

‘Ik fyn dat we earst klear wêze moatte, fynst ek net?’

‘Ja, tink ik ek.’ Alfred lei syn piip nêst it board del. Hij siet in skoftke mei in tear yn ’e foarholle nei syn hannen te sjen.

‘Wat no, Alfred?’

‘Sil ’k dij sizze.’ Sûntsjesoan ferdwûn syn soarchlik glimke en makke plak foar in slûchslimme plattelânsblik. ‘Ik ûnderstel dat neffens dyn opfetting it haad fan it gesin ek út de Skrift lêze moat nei iten.’

‘Net beslist, Alfred.’

‘Do witst dat ik absolút gjin Ingels lêze kin, al is it noch sa.’

‘Ssst, Alfred.’

‘Net dat der gjin oare talen binne dy’t ik lêze kin. Ik kin hynste-earen lêze, en in hûn dy’t de dauwe fan it gers slikket, en it laitsjen fan in kat, en it wrinzgjen fan in hynder in myl fierderop.’

‘O, Alfred, miskien binne dat wol de alderslimste talen om te learen.’

‘No ja, ik tocht, ik moat it toch mar even neame.’

Ada gong nei de koffer bij de doar nei de wenkeamer en die him iepen. Dêr pakte se de nije famyljebibel út. Dominy Carpenter en syn frou hienen dy as houlikskado jûn. Se gong wer yn gedachten op har stoel sitten, en streake it swarte linnen, en glied mei de fingers oer de fiif goudene letters, BIBEL. Doe, it boek omheechhâldend, socht se wêr’t se it gouden siden lintsje stutsen hie. ‘Ik hie tocht dat wij, nei ús earste miel allinne, begjinne moasten mei it earste haadstik fan de bibel.’

‘Goed. Mei iens.’

Ada draaide har stoel wat nei it ljocht. De letters op it nije earste blêd wienen dúdlik. ‘Yn it begjin hat God de himel en de ierde skepen. De ierde wie leech en sûnder foarm. It tsjuster lei oer de ôfgrûn en Gods geast sweve oer it wetter. Doe sei God: lit der ljocht komme en der kaam ljocht. En God seach dat it ljocht goed wie, en God makke skieding tusken ljocht en tsjuster. God neamde it ljocht dei en it tsjuster neamde Er nacht. Sa waard it jûn en moarn: ien dei.’

Ada lies mei de heldere stim fan in sopraan. Ut har eachhoeken seach se dat Alfred mei oandacht harke.

‘Mar de griene spruten fan it gewaaks, dat is iten foar alle dieren op ’e ierde, foar alle fûgels yn ’e loft en foar alles dat libbet, dat oer de ierde krûpt. En sa kaam it. Doe seach God alles dat er makke hie, en sjoch: it wie tige goed.’

Doe’t se it haadstik út hie, lei se de siden bledwizer wer te plak. Se die it goede boek sunich ticht.

Alfred die syn eagen wiid en ernstich iepen. ‘Dat is de earste kear dat ik fan guon fan dy dingen heard haw. Do lêst sa dúdlik.’

Ada glimke nei har leave man. Se tocht bij harsels: ‘It haad fan it gesin soe ek it tankgebed útsprekke moatte, mar it is miskien tefolle om fan him te freegjen om op ien dei twa gebeden út ’e holle te learen.’ Se sei lûdop: ‘Sille we einige mei in stil gebed? Letter kinne we wol in goed tankgebed betinke dat we brûke kinne.’

‘Ast dat wolst.’ Se bûgden de holle. De klok op de kachel tikke in folle minút lang foardat beide de holle wer optilden, wêrbij’t earst stadich de iene, doe stadich de oare de eagen opdie om te sjen oft de oar klear wie.

Alfred pakte de piip. ‘No, húsfrou, mei ik roke?’

‘Dat mei. Ik sil dyn tabaksfetsje pakke. Ik wit presys wêr’t ik it ynpakt ha.’

Se wosken tegearre ôf, petearjend oer de dingen dy’t se dy deis dien hienen. Doe namen se it nachtlampke mei en setten it izeren bêd klear yn de sliepkeamer nêst de keuken. Doe’t it yninoar set wie, ûntdieken se dat it net rjocht stean woe. Alfred moast in brekizer helje en ien hoeke ombûge.

‘Op in dei wol ik in koperen bêd hawwe,’ sei Ada, ‘as we it betelje kinne.’

‘Dat komt klear.’

Se makke it bêd op mei lekkens, tekkens, en in tsjok dûnsbêd. Dêrnei kloppe se de kjessens op en stoppe se yn frisse nije slopen. Har nachthimden stoppe se ûnder de kjessens. Alfred helle de pot en sette dy ûnder de foet fan it bêd. Hij riek him even lekker út.

‘Ik wit net hoe’t it mei dij is, dame, mar ik bin klear om op bêd. Ik bin deaynein.’

‘Ik ek.’

Alfred gong nei bûten om te sjen oft de stjerren noch teplak stienen. Ada droech it lampke de keuken yn nei de wasktafel nêst de doar. Se snjitte wat reinwetter yn ’e waskbak. Der sieten iiskristallen yn it wetter en it waskhantsje fielde hearlik koel op har gesicht. Se mocht graach krekt foar de nacht har gesicht en hals waskje en ek direkt moarns.

Alfred kaam werom mei de earm fol hout dat er op it hiem opfandele hie. ‘Je brekke jo suver de nekke as jo nachts oer it hiem rinne.’ Hij fulde de kachel en sette de skúf op de nachstân. Dêrnei pakte er de klok, wûn him op en naam him mei nei de healtsjustere sliepkeamer.

Ada wie sa wurch dat se gjin fut mear hie. Se droech de lampe wer de sliepkeamer yn. Doe’t se dy op in stoel sette, fielde se in sacht wolkje sliep oer har kommen. Dat wolkje begûn yn har holle te meallen en se siigde stadich oer de grûn.

Alfred dy’t oan syn kant fan it bêd al heal de klean út hie, haaste him nei har kant. ‘Hee, Ada.’ Nei in skoftke fielde Ada dat hij har oan de skouders skodde. ‘Wat is der te rêden?’

‘Wit ik net,’ flústere se. ‘Ik begûn samar te fallen. It like as soe ik noait de flier berikke. As sweefde ik mear as dat ik foel.’ Se fielde dat har gesicht bleek wie. ‘It wie krekt as soe ik tagelyk glimkje en fleane.’ Se seach dat se fallen wie mei de skonken útinoar. It wie wol noflik om sa te lizzen. Alfred holp har oerein en sette har op syn skoat.

‘No wit ik hoe’t in sweltsje him fielt as er yn ’e loft op en del skimket.’

‘Hast dij net sear dien?’

‘Nee. Ik hie mear as genôch tiid om del te kommen dêr’t ik woe.’

‘Godskes, leave, wat hast mij ôfgryslk kjel makke.’ Hij streake har oer de earms en skouders. ‘Mmm, do rûkst lekker. As ripe molkestikel.’

Ada lei yn syn earms te dromen. Sels hie se al faak fernommen dat har hûd sa’n acht dagen nei har regels it lekkerst roek.

‘Fielst dij no wer goed?’

‘Ja.’ Se besocht wat swakjes om har jurk fan achteren los te knoopjen. Wat sûzjend sei se: ‘Soms bin ik wolris hast flaufallen as ik dat stomme korset droech. Mar dat haw ik hjoed net droegen. Ik wit it net.’

‘Lit mij dij helpe.’ Alfred syn wisse fingers knopen fluch har jurk fan achteren los.

‘Miskien fieltst dij sa better.’

‘Ja.’

Wat noflik ûnder de bedriuwen troch mei har omwrottend stroep er har de jurk út, en doe har ûnderrok.

‘Alfred.’ Foardat hij oan har bleate hûd ta wie prebearre se har nachthimd ûnder it kessen wei te lûken. Gjinien fan beiden hie de oar noch neaken sjoen. Mar dat slagge har net. Hij lies har gedachten en pakte har nachthimd foar har en besocht it har oer de holle te strûpen.

‘Alfred.’ Lang om let slagge it har in earm op te tillen om him te helpen. Der lei heel wat fan har neakenens op syn skoat. Fol leafde widze hij har yn syn earms. Har boarst fulde syn hân en ien spien stiek tusken syn tomme en wiisfinger omheech.

‘Skat.’

‘Alfred, wij hienen ôfptraat net foar april. Ik wol gjin bern bij de Tankdei foar it Gewaaks. En trouwens ek net yn desimber. Dat is de moanne fan Kristus.’

‘Skat.’ Syn hân woe net fuort. ‘Leave skat.’

Se fiede hoe’t er hurd waard ûnder har. ‘Alfred.’

Hij lei har yn ien beweging op har kant fan it bêd, en liet har los. Mei ien hân loek er fluch de tekkens oer har hinne en stoppe er har yn.

‘Tankewol, man fan mij.’

Hij rûn nei syn kant, klaaide him fierder út en stroep syn nachthimd oan. Doe blies er it lampke út en skode nêst har.

Se lei dêr wat dromerich, mei de skonken útinoar.

‘Fielst dij al wat better, leave skat?’

‘Wit ik net.’ Dêr makke se in fout.

Hij naam har holle yn syn earm en kroep har stiif oan. ‘Wat makke dij sa dûzelich?’

‘Wist ik it mar.’ Se fiede dy tredde hân fan him wer. Troch har nachtklean hinne drukte dy waarm tsjin har oan. Se socht bij harsels in reden om him te wjerstean.

‘Leave skat fan mij,’ klonk it mei in kreunend geflûster.

Dy earme man. Se fielde begrutsjen mei him. Se hie him al sa lang keard. Sa lang hie nicht Ada har man net tsjinholden. En nicht Allie hie har minnaar Willie Alfredson helendal net tsjinholden. Hij skode har nachtjapon boppe har heupen.

It fielde lekker. Wat kwea koe it ek as de baby ien of twa moanne earder kaam? Miskien wie it wol moai om in bern wat foar de Krystdagen te krijen. As krystgeskink. Har búk makke in nuver opboljende beweging, ien kear, en tearde bij de nâle wat bijinoar. Suver fuortendaalk fielde se harsels ranen, oeral yn har binnenst, sadat alle wjerstân ferdwûn wie, en der gjin mooglikheid mear wie om har skonken te sluten.

Syn sykheljen begûn yn har earen te fluitsjen, en syn hannen lieken oeral tagelyk te wêzen. Op it lêst fûn in fingersein in plak dêr’t se raande. Te let. It slagge him boppe op har te kommen. Der waard wat ûnhandich taast.

Har eagen draaiden omheech. ‘Au.’

‘Die ’k dij sear?’

‘It is wol goed.’ It momint fan binnenkommen wie oanstearde. Stadich glied er yn har. De hillige ienwurdig. No kaam it der einliks fan. Dit wie it dus. Hij lei beevjend op har. Mocht de Heare har segenje. Hij begûn op en del op har te bewegen. Behalve dêr’t it even sear dien hie, wie it wol lekker. It seare plakje fielde as in ûntfelle iepen finger. Hij begûn wat flugger te op-en-deljen en pakte har mei syn earms o sa stiif beet. Even letter drukte hij har fûl tsjin him oan, ferskillende kearen, djip yn har op, djip yn har oprikkend. Der kaam in wûndere kreun út him. Mar toch brûkte hij har net foar syn eigen plezier, mar as deel fan de winsk fan de Heare dat se fruchtber wêze mochten en de ierde befolkje. Doe ûntspande hij op har.

Foar de man betsjutte it heel wat mear as foar de frou. Miskien soe dat ferskil goedmakke wurde as sij de babys it boarst joech. Hij glied fan har ôf en gie nêst har lizzen. Hij like bij har wei te gean en him fan har te distansjearjen.

De neiweeën fan har flaufallen ferlieten har stadichoan. Se fielde wêr’t er har noch oanrekke. Der wie amper romte genôch foar har twa slongelige lichems op it bêd. Mar toch koe se wat bij him wei gliidzje. Se krige it gefoel dat se soms hie as se pineholle begûn te krijen. As wienen har alle lea opswold. Hij gong op syn side fan har ôf lizzen. En foel yn ’e sliep.

Se sliepte ûnrêstich. Tsjin de moarn ferdwûn it gefoel fan oeral opswold te wêzen. En God sij tank hie se gjin pineholle. Ienris, doe’t se wakker skrilte, hearde se him mompeljen. Guon fan de wurden koe se ferstean.

‘... dat wij Jo sykje ... segenje ús nederich hûs ... segenje ús neisten en leafsten ...’ Dy earme man. Sels yn dromelân wie er noch drok dwaande om it gebed te learen dat se him foarsein hie.

Alfred * 10

Alfred waard mei in sucht wekker. Hij knypeage yn it tsjuster. Harke. Ada lei noch nêst him te slomjen. Har boarst gong sunich op en del. De earste kear wie altyd de bêste kear. Dy earste kear hynsteride dwers oer it weidlân. Fansels wie de earste kear mei jo leafste de bêste fan allegear. Dat fiede noch eigener en waarmer as de eigen tonge yn jo mûle. As er no nei de stêd ta gong, koe er oare troude manlju yn de eagen sjen en tinke ‘Ik wit wat jim witte.’ Hij wist no ek wat Ada har heit wist. Ja, it wie goed om in man te wêzen en lang om let it haad fan in húshâlding. Hij draaide him wat om en lei in hân op har slanke búk.

Har hannen begûnen in spoek fuort te triuwen. Har kiel rochele sacht. Doe draaide se fan him ôf, noch altyd djip yn 'e sliep. No ja, hij koe der de hele dei oan tinke en wachtsje oant de nacht. Hij rikte nei de grûn, dêr't syn overal lei en socht om in lúsjefer yn syn boarstbûske. Mei de tommeneil knipte er oer de kop fan de lúsjefers en fuort skeat dêr in blau flamke út. Ja, it wie presys seis oere. Hij swaaide de fuotten fan bêd, rikte nei de wekker, en sette him út foardat er ôfrinne koe. Hij leunde foaroer en mei wat der noch oer wie fan de lúsjefer stiek er it lampke oan. It lampeglês pipe doe't er it wer fêst treau.

Ada waard wekker en skeat mei klauwende fingers oerein. Har blauwe irissen gongen hast ferlern yn de grutte wite eachballen. ‘Yn Gods namme, wêr bin ik?’

Oer syn skouder glimke Alfred har ta. ‘Presys dêrst wêze moatst, leave. Bij dyn hurdwurkjende man yn dyn eigen sliepkeamer.’

Har eagen waarden blau en se wie der wer, wêr't se ek mar weikommen wie. ‘O, Alfred, wat in aaklike droom.’

‘Is 't sa?’

Se skodde de holle hinne en wer. Wreau yn 'e eagen. ‘Der hong dy gasachtige lucht fan molkestikel. Doe myn heupen, ik koe se net bewege. Doe kaam ús heit en flústere wat yn myn ear en ik begûn te fallen. Doe rôp in famke, Grace, myn namme. Doe sette in frjemde man in swurd op myn heup as wie it in stik koeke en it wie krekt as soe er mij yn stikken snije, doe't ik wekker waard.’

Alfred wist net wat te sizzen.

‘Sa’n aaklike droom, Alfred.’
 ‘Dat komt tink wolris foar.’ Hij striek mei de hân oer syn gesicht.
 Hij roek oan syn fingers noch har swietrook.
 ‘Hoe let is it?’
 ‘Seis oere. En tiid om derôf en oan ’t wurk.’
 ‘Jawis. En it hûs moat oprêden. En dan letter dat boelguod.’
 Alfred wie bliid dat se net prot like om wat se dy nacht dien hienen.
 ‘Ik sil wat kofje sette.’
 ‘Wat nuver dat dat famke Grace hjitte. Ik ken gjin famke dat Grace hjit.’

Se gongen nei brea-iten fuort oan it wurk.

Alfred sette foar Ada de fulkachel yn de wenkeamer, en kontrolearde doe de stekken om it boerehiem hinne om te sjen oft se ticht wienen. Hij rêde ek it hiem om it hûs hinne op, blikjes, stikken kramtrie, brutsen planken. Foar brânstof kapte er it hout en brocht it yn ’e hûs. Doe’t er de heaberch yngong om te sjen oft der wat hea oer wie foar Daise, seach er sa’n tsien, tolve lege whiskyflessen yn it losse hea omtoarkjen. ‘Hee, dy earne duvel. Windmiller wie in stille drinker. In sûplap.’ Hij draaide ien fan de flessen om. Op it etiket stie in plaatsje fan in âlde roek op in stekpeal. ‘Dat wie dus de reden dat de âldfrou him fan de pleats trape hat.’ Hij pakte in âld jutesek en fandeale de lege flessen bijinoar. Krekt doe’t er bij de ljedder delrûn, heinde syn each heech op in finsterkezyn nêst de grutte skuorredoar in glimp op fan glês. Noch in flesse?

Hij liet de sek mei flessen op de reed ûnder him sakje en klom omheech nei it hege finsterkezyn. Jawis, noch ien. Mar dy wie fol en it segel wie net brutsen. ‘Jonge noch ta.’ Hij stiek de flesse yn de bûse fan syn duffel. Wat mispriizgjend klom er wer nei ûnderen ta, griep de sek mei rinkeljende lege flessen en smiet se op de ôffalbult ûnder de beammen. Mei de holle even om de keukensdoar rôp er: ‘Sjochris wat ik fûn haw.’ Hij hold de folle flesse omheech. ‘De berch lei fol mei lege flessen.’

Ada seach op fan har skûtelwaskjen. ‘Is dat ...?’

‘Ja. Whisky. Hij moat fergetten wêze wêr’t er dizze ferskûle hie.’

Se fage de hannen oan in handoek ôf en nei him tageand naam se de flesse fan him oan. ‘Alde Roek,’ lies se. ‘Wat wolst hjirmei dwaan?’

‘No, earst tocht ik, ik smyt him fuort mei de lege flessen op de ôffalbult, mar doe tocht ik, nee, op in dei wurdt ien fan ús ferkâlden en dan is dit in poerbêst middelstje. Medisyn.’

Ada fronsele. ‘Drank bij ús yn ’e hûs?’

‘De âlde George Pullman hie altyd in flesse bij de hân tsjin kjelderichheid.’

Ada joech mei tsjinsin ta. ‘No goed dan. As medisyn.’ Se draaide har om en rûn nei de sliepkeamer. ‘Dy earme frou.’

‘Hee, wat dochst dêrmei?’

‘Ik set him yn myn kleankast en dêr bliuwt er stean.’

‘Goed, ast dat wolst, dame.’

Tsjin njoggenen wienen se ûnderweis nei de pleats fan frou Moss, twa myl súdlik en trije oastlik fan har. Bernie Moss wie troch in lilke bolle deastjitten en syn frou hie besletten om nei de stêd te ferhúzjen. Se hold no in iepenbiere ferkeaping fan al har boerereau en ek it meubilêr.

De âlde troep waard it earst ferkocht. Rommel wie altyd lestich om kwyt te reitsjen, en as it oan de ein fan it boelguod ferkocht waard, as it bêste spul al ûnder de hammer west hie, dan gong it foar neat fuort. Foar in pear dollar kocht Alfred in bûnte samling ark yn in âld koer: in hammer, bûchtange, knyptange, stekkaai, boar, skroevedraaier, beitels, in skaaf, sage, els, drevel, roskaam, en hynstekaam. Foar in kwartsje kocht er in amerfol spikers en krammen en koperen klinkneilen.

Alfred holp Ada bij it bieden op in waskmachine en krige dy foar trije dollar. Hij bea op twa iken skommelstuollen en krige se foar in dollar elk. In âld wein dy’t noch yn goede kondysje wie, kocht er ek, mei in stel gliders foar ûnder in slide derbij, in heale ton hurde stienkoal, en sa’n trijehûndert liter nôt yn sekken, alles bijinoar foar tsien dollar.

Nei it fergese middeisiten begûn de ferkeap fan it fee. Alfred seach in nijmelke ko mei trije oeren, dy’t in goede melkko like nettsjinsteande dat mankemint. Dy gong goedkeap fuort, mar tsien dollar, en Alfred en Ada hienen har earste ko. Even letter bea Alfred op in net alheel bijinoar passend span hynders, in trijejierrige fosmerje en in swarte njoggenjierrige rûn, foar fyftich dollar, mei de tugen derbij, en se hienen har earste span hynders. De merje wie swier en groubonkich en de rûn wat in skarminkel. Ada hie har twivels oer syn lêste oankeap.

‘Wachtsje mar. Ik fyn noch wol in kear bijpassende hynders bij in oar boelguod en dan haw ik twa kreaze spannen. En dy merje kin ik brûke om mei te fokken.’

Nei it boelguod, doe’t iderien fuortgong, seach Ada dat in boerestel wurden hie mei de klerk fan de First National Bank oer in naaimachine dêr’t se op bean hienen. De naaimachine wie in Singer en sa goed as nij. It pear koe net kontant betelje en mocht net op kredyt keapje. De frou stie te gûlen. Se woe dy naaimachine sa graach hawwe. De man hie in read oanrûn gesicht en skamme him.

‘Alfred,’ sei Ada, ‘sjoch dêr ris.’

‘Ja, ik ha se wol sjoen,’ sei Alfred. ‘It binne de Rileys. Dy wenje oastlik fan ús oan de Grutte Rockrivier. It is bij him ek in spultsje fan wille meitsje en net arbeidzje.’

De man fan de bank, Chauncey Mack, krige Alfred en Ada yn ’t fizier. ‘Hee, Alfred, miskien wolsto dit foar dyn breid keapje.’

‘Hoefolle?’

‘Sân dollar en fyftich sint.’ Chauncey wie ien en al laitsjende toskten.

‘Dat is nochal wat.’

‘Net foar wat sa goed as in nije Singer is.’

Alfred draaide him om nei Ada. ‘No, wolst him hawwe?’

Ada har hart gong út nei de gûlende frou. ‘Miskien kin dizze frou toch in manier betinke om him te beteljen.’

Chauncey tute de lippen. Hij hie de eagen fan in echte bankier, dy’t minsken al gau hifkje koe. Hij wist wannear’t in sulveren dollar en in gouden geweten echt wienen.

Ada draaide har om nei frou Riley. ‘Kinne jo ien of oare manier betinke om oan dat jild te kommen?’

Frou Riley wie in lyts propke fan in wyfke. It iennige wat noch fan har eardere kreazens oer wie, wienen har slanke ankels. ‘Dy lytse strobber, kâld, omrinnend yn har foddten. Ik kin dy Singer goed brûke.’

Chauncey sei wat skealik tsjin Ada: ‘Mar do hast ek ferlet fan in naaimasine, toch?’

Ada skodholle stadich. ‘Op dit stuit kinne wij der wol sûnder.’

Chauncey biet op ’e lippen. Doe seach er de Rileys even noartlich oan. ‘Goed dan. Nim him mar mei. Mar as jim net op de iene of oare manier binnen sechtich dagen dat jild fine kinne, dan nim ik him wer yn beslach.’

Frou Riley hold op mei gûlen, en seach Ada ferlegen oan. ‘Ik sil dit net ferjitte.’

‘Dat is wol goed hear, frou Riley.’

Riley bea oan om Alfred te helpen bij it ynladen fan syn krekt kochte wein. Riley wie, nettsjinsteande syn wat ferwyldere útsjoch, in gewante keardel. Ada ried Daise nei hûs mei de buggy, wylst Alfred it nije span en de folladen wein mende. Foar tsjuster gong Alfred noch bij de Murreys lâns foar in lading mais. Dy jûns krige Daise sa’n tsien kolven fan har favorite fretten.

Alfred en Ada ieten in ienfâldich miel fan jirpels en koal en rizenbrij. Ada hoegde Alfred net oan te trunen. Hij begûn fuort: ‘Goederjouske God yn ’e himel. Op ’e jûn fan dizze dei, oan ’e ein fan ús soargen en gewrot, past it ús dat wij Jo sykje ...’ De rjochte wurden bleauwen út in dizich read plak yn syn holle kommen en foardat er it besepte, wie

er al klear. ‘Yn Syn namme freegje wij dit. Amen.’ Hij die syn eagen iepen.

‘No, Alfred, do witst it al.’

‘Jawis. Ik hoech it net twa kear te hearren. Meastal.’ Se seach him oan. Hij glimke mei de noas omheech. ‘Ik bin net sa dom as jim mem tocht, hè?’

‘Alfred, asto op skoalle west hiest, wa wit watst dan wurde kinnen hiest.’

Hij skepte de dampende jirpels op. ‘No ja, it is mar sa’t it is.’

‘Hasto noait de ambysje hân om wat oars te wurden? Wat yn ’e tsjerke, om wat te neamen?’

‘Nee.’ Hij hold even op mei iten. ‘Miskien oargelspylje yn tsjerke, no’t ik jim oargelist heard haw. Om sa it tsjerkeoargel bespylje te kinnen, dat soe prachtich wêze.’

‘Mar oars neat?’

‘Nee. Ik hâld fan bûtendoar wêzen.’

Even letter sei Ada: ‘Ja, yn de eagen fan de Heare is in bouwer op Syn fjilden goed om te sjen.’ Nei it lêzen fan haadstik twa fan Genesis frege Alfred him lûdop ôf oft sij him no it tankgebed leare woe.

‘Fansels, Alfred. Ik doch neat leaver.’

Hij folge har sin foar sin. ‘Genedige Heit yn ’e himel, wij tankje jo nederich foar it iten en de sûnens ús hjoed skonken. Wij tankje Jo foar it oan ús iepenbiere Wurd dat ús leart om in deugdsum minske te wêzen. Wij tankje Jo foar al de goede dingen dy’t wij hjoed ûntfongen ha. Behoedzje en beskermje ús tsjin it kwea yn de kommende nacht. Help ús om myld te wêzen tsjin de minder gelokkigen. Bring ús ljocht en iepenje ús geast, o Heare, dat wij hieltyd better de wide wrâld begripe meie dy’t jo foar ús skepen hawwe. Ferjou ús ús sûnden. Yn Jo namme freegje wij dat. Amen.’

Doe’t se op bêd gongen, fûn Alfred in skjin nachthimd ûnder syn kessen. ‘Fanke, do hoechst mij net elke jûn in skjin nachthimd te jaan.’

Ada knope de fitters fan har skuon los, en glimke wat bij harsels.

‘Wat is der mis mei wat ik juster oan hie?’

Ada loek har de jurk oer de holle.

‘Ik begryp dat net.’ Hij strûpte it skjinne nachthimd oer de holle en tearde oan syn kant it bêd iepen. ‘Mar asto der wat in mystearje fan meitsje wolst, dan is it net oan mij om dij dat plezierke te ûntkearen.’

Ada hie ek in skjin nachthimd ûnder har kessen. Alfred seach ferbaasd. ‘Do ek in skjinnenien?’

‘Sille wij bidde?’ Se sakken elk oan har kant fan it bêd op ’e knibbels en bidden stil. Alfred hie noch amper syn noas yn it kessen

stutsen doe't er fernaam dat se ek noch skjinne lekkens op it bêd dien hie. 'Hee, en ek noch skjin strie.'

'No, Alfred, ast it dan witte moatst, doe't ik fan 'e moarn it bêd opmakke, sieten der oeral reade plakjes op.'

'O.'

'Niks mis mei, hear. We kinne der beide grutsk op wêze.'

Alfred lei in skoftke nei te tinken. Bloed smiet in oar ljocht op de saak. It betsjutte wierskynlik dat se der gjin nocht oan hie dat er har dy nacht oanrekke. Fergemy. No ja, miskien ek wol goed sa. Ada fûn dat je it allinne dwaan moasten as je oan bern tochten. Se woe ek wachtsje oant it bern yn jannewaris te wrâld kaam. Hij leunde op ien earmtakke en mei de oare hân boppe it lampeglês blies er it ljocht út.

Ada ynstallearde har noflik nêst him. 'Sliep lekker, Alfred.'

'Ja, do ek, leave.'

Ada ❁ 11

Alfred wie klear mei it oprêden fan it hele hiem, sawol om 'e hûs hinne as om de oare gebouwen. Hij hie de deade tûken snoeid yn de walnutebeammantel oan 'e noardkant fan it hûs. It deade hout wie in aardige steapel stookhout foar de kachel. Hij hie de brutsen ruten makke yn de skuorre en de bijgebouwen. De knieren fan de skuorredoar hie er makke en de doarizers hie er ferpleatst, sadat alles nachts moai passend sletten wurde koe. In doar wie allinne in doar as dy goed ticht koe. Wêr't dat moast, hie er de heatakels fan nije touwen foarsjoen en hij hie de tinen fan de heafoarke opskerpe. It stek fan de lytse finne hie er makke en ek dy fan de grutte weide. Gelokkich seagen de measte sederhouten peallen der goed út, dat alles wat er dwaan moast wie it stikeltried opspanne. Hij hie de dûbele ruten fan it hûs makke, lykas de dûbele doarren, en hie alles der sigenfrij ynset.

Yn 'e hûs hie Ada de muorren en de flierren skrobbe. Se hie elke keamer opnij behongen mei in kleur en patroan dy't se sels moai fûn, mei ljochtblauwe en ljochtgriene kleuren. Wêr't dat moast, hie se nij linoaleum lein. Se hie de gielbrune jaloezyen skjinmakke, nije gerdynroeden oanbrocht, en nije wite gerdinen ophongen. De hûspomp bij de wasktafel sûgde mear lucht as wetter, en klonk soms krekt as in baarch dy't slachte waard, in heel aaklich lûd, dat se hie him útelkoar helle en der nije learkes yn prakkeseard. De kelder yn de bijkeuken hie in doar dy't soms oan ien kant oansliet. Se hie Alfred syn skaaf pakt en him netsjes bijskaafd, oant er presys paste.

As se koenen, wennen Ada en Alfred boelguodden bij yn 'e buert,

en stadichoan slagge it har om al it needsaaklike ark te krijen dêr't se ferlet fan hienen om mei buorkjen te begjinnen: skiveploech, eide, nôtsiedder, maissiedder, in hânploege, meanmasine.

Om it foar har ienfâldich te meitsjen om de dingen dy't se op boelguodden kochten te beteljen, stelde Chauncey Mack foar dat se in rinnende rekkening iepenen bij de First National, omdat Alfred dêr toch al jild sparre. Sjeks útskriuwe tsjin in saldo op de bank soe heel gewoan wurde, sei Chauncey.

Alfred moast leare syn namme te skriuwen, dêr't Ada him jûns nei iten bij help. Earst liet se him in lineard stik papier út har skriuwblok folskriuwe mei haadletters A, dêrnei de I, en sa fierder. Omdat syn achternamme Alfredson wie, wie alles wat er dêrfoar leare moast de lêste trije letters. Doe't er dat ienkear yn 'e macht hie, learde se him de letters oaninoar te riuwen, Alfred Alfredson. In skoftlang, hoe't er him ek ynspande, wie syn hânskrift dêr't de iene letter de oare moete, wat trilderich. Fan letter nei letter moast er derbij neitinke.

Ada tocht: 'Wat in nuver brein hat dy man. Hij kin in heel gebed út de holle leare troch it allinne mar te hearren, mar as it der op oankomt om nei swarte letters te sjen op wyt papier, dan kin er dat net.' Se stelde foar dat as er in sjek tekenje moast, dat er dan de ferkeaper freegje soe om dy yn te fullen, om him dan nonsjalant te tekenjen. Op dy manier soe gjinien yn 'e rekken krije dat er net skriuwe koe.

Der gebeurde wat frjemds doe't se him learde getallen te skriuwen. Hij pikte dat fuort op. Doe't se him wat ienfâldige sommen learde, die er dat ek goed. Al gong it him ek liniger ôf om út 'e holle op te tellen en ôf te lûken as op in stik papier. Rekkenjen waaide him oan, krekt sa't er in wyske ûnthold dat er ienkear heard hie. 'Sa hat God him makke,' tocht Ada, 'net as de rest fan ús. Al sil it dreech wurde om de minsken út te lizzen dat er net dom is, ek al kin er dan net lêze of skriuwe.'

Midden maart fûn Alfred in oar net bijinoar passend span hynders, in fjouwerjierrige brune rûn en in achtjierrige donkerbrune rûn. Hij kocht se foar fjirtich dollar, mei it túch derbij. Dat besoarge him twa ridlik goed bijelkoar passende spannen, in pear fossen en in pear rêstige âlde knapen. Sels har nammen pasten goed bijelkoar. De fossen hjitten fan Beaut en Bob, it donker pear Duke en Dan.

De earste wike wie Daise der net sa wis fan oft se der wol oer mocht om fjouwer nije hynders om har hinne te hawwen. Se trape soms nei har as se tichtbij kamen, en gisele har har lange swarte sturt yn 'e eagen. Mar op in moarn, doe't Duke har bij de wettertrôge oan 'e kant reage en him as earste sêd dronk, feroare se fan gedachten. Duke waard har koaning. Dêrnei liet se de oare hynders gewurde, mits earst Duke en dan sij har sêd drinke koenen. As sij en Duke yn 'e skuorre bij it op stâl

gean skiede moasten, liet se him mei tsjinsin gean, altyd mei in sacht wrinzgjen.

Doe't op 21 maart de froast út 'e grûn wie, frege Ada har ôf oft Alfred foar har húske mei twa sitplakken net in nij gat grave moast, foardat er mei syn fjildwurk begûn.

'Wat is der mis mei it plak dêr't it no stiet? It stiet dêr moai ferskûle achter de seringjen.'

'Ik sit net graach boppe op in plak dêr't ik in oar syn ûntlêsting rûke kin.'

'Dat springt net omheech om dij te biten, hear.'

'Alfred.'

'Goed dan. Ik brûk dat plak sels net, dat it makket mij neat út wêr't it stiet.' Hij groef in nij gat, sa ticht bij it âlde as mooglik wie, seis foet djip. It húske sette er op ien inkelde rige semintblokken, en hij makke mei tarpapier it ûnderste stik ticht. Ek smiet er modder om de kanten hinne om de wyn bûten te hâlden op in kâlde jannewarisdei. 'No dan, dame. Hoechst it no allinne noch mar te fervjen en dan is it in plakje foar de koaninginne sels.'

De oare dei begûn Alfred it lân te ploegjen en fjirtjin dagen lang seach Ada him oerdei amper. Hij wie gleonhastich om syn buorlju bij te hâlden. Dat earste jier soe elkenien sjen wolle oft er wol echt buorkje koe.

Op in moarn, op trije april, rûn Ada in myl nei it suden om in besite te bringen oan de frou fan Alan Weatherly. De deis dêrfoar hie Alfred oer it stek in pypfol mei Alan Weatherly praat en Alan hie opmurken dat dy maityd syn frou Alta har nije pikebriedmasine it poerbêst dien hie. Syn frou hie no mear piken as dêr't se ferlet fan hie. Soe syn frou in stik as wat ha wolle? Ja, dat woe se wol.

Bij de hoeke stie se even stil om nei de skoalbern te sjen dy't ûnder de eskenbeammen boarten. It wie pauze en de bern wienen oan it tikjeboartsjen. Har gjalpen as de ien of oar pakt waard, folle de loft as fûgelsang. De juffrou, klaaid yn in blauwe jurk, stie yn de moarnssinne op de betonnen stoepe. Se hold in hân boppe de eagen. Doe't Ada glimke, swaaide se even.

'Op in dei giet ús bern hjir nei skoalle.' Der stie in pleats skean tsjinoer it skoalplein. It skaad fan de tichtstbijsteande fine eskdoarnen foel helendal oan de berm fan de dyk ta. Op in dei wie Alfred thúskommen mei it ferhaal dat de lju dêr sa'n ôfgryslke mâle famyljerúzje hân hienen, dat se it plak ferlitten hienen, sadat it no ûnder it ûnkrûd en mos siet. No't de maitydsplanten krekt begûn wienen út te spruten, seach it plak der op syn beroerdst út. Yntusken hienen de fûgels en de

iikhoarntsjes en de skinken it plak oernommen. Tichtbij rôp in ljurk: ‘Dit hjir is myn plak.’

Se koe it fûgeltsje earst net fine. Se seach fan links nei rjochts, sa’t se faak die as se troch in miggedoar beweging fierderop besocht te ûntdekken. Op ’t lêst foel har each derop. Op in omfallen peal. In giel plakje dat yn it earste oankommen ien inkelde hynstebloom like te wêzen. Achter dat giele plakje beweegde in op en del wippend rustich skjirke, de sturt, dy’t hieltyd iepen en ticht gong. In oare ljurk, fierder yn de leechte, yn in grize modderpoel, liet him ek hearre: ‘Dit hjir is myn plak.’

Even letter ûntdiek Ada it twadde fûgeltsje ek. Hij siet op in toarre stâlde jabikskrúswaartel. Doe’t er yn syn oerstjoere suvere en heldere sang útbarste, skodde de stâlde dêr’t er op siet hinne en wer. De twa fûgeltsjes begûnen te striden om te sjen wa’t it measte rjocht hie om it plak as sines op te easkjen. Se wienen der beide tagelyk bazich en gelokkich om. Se wienen ek hoflik, want de iene wachte oant de oar klear wie mei syn boadskip. Sok in klankryk transparant fûgelgekwel hie Ada noch noait heard. Se roek wer in himelsk yl parfum. Har lea fiede ûntspand. Se woe dat ien, Alfred, har heit, sels mem, bij har wie, dat se de earm om har hinne slaan koe en har tûtsje.

‘Dit hjir is myn plak.’

‘Wat in wûnderlik gefoel. Want ik wol ek dat de Hillige Geast yn myn siele komt.’ In tredde ljurk oare kant de dyk en tichter bij it boskje fan Weatherly barste no ek út yn syn heldere grutske besittersrop. Mar dy song it wat oars. ‘Pynt. Pynt. It is no maityd.’

‘Ut wer in oar lân. O Heare, hoe wûnderlik binne al Jo wurken.’

‘Wêr, wêr, wêr,’ klonk de ljurk, oant bij de lêste noat de ynspanning fan it sjongen him de loft yn tilde, sa’n tweintich foet, sadat er hastich en ekstatys rôp: ‘Bliid op it lêst it ljocht wer te sjen!’

It wie stil op it hiem fan de Weatherlys achter de altyd griene beammantel. De eskdoarnen boppe har wienen krekt mei tsjokke knoppen begûn út te botsjen. Wite hinnen rûnen oeral hinne en wer om fallen nôtkerrels op te pikken. Ada fuottele stadich nei de wite hikke foarhûs.

‘Jo binne toch de nije buorfrou?’ klonk der ûnferwachts in stim fan in hoekje swarte grûn tusken it hûs en de dyk. Ada knippere mei de eagen. Wat se oansjoen hie foar klean dy’t oer in saachbok hongen te droegjen, blik in frou te wêzen dy’t krom stie om it ien of oar te siedzjen. Noch ferrassender wie de stim. Dy wie sa swier as fan in man.

‘Ja. Ik bin Ada Alfredson.’

De frou loek har linnen wanten út. ‘Ik bin Alta Weatherly.’

Ada stoep de hiemhikke troch. ‘Ik sjoch dat jo de bou al besiedzje.’

‘Wat slaad.’ Alta kaam op har ta. Se rûn sleepfuotsjend en wie bûtengewoan lang, langer noch as Ada. ‘Slaad wol graach betiid de grûn yn om dy mylde aprilbuoikes te heinen.’

‘Jo binne net bang foar nachtfroast?’

‘Slaad kin dêr aardich goed oer. De blêden binne ploaid.’ Alta glimke, nuver lakonyk, in bytsje lykas Uncle Sam op dy oanplakbiljetten op it postkantoar. ‘Ik nim oan dat jo oer dy piken komme te freegjen?’

‘Ja.’

‘Kom mar mei.’ Alta gong har foar nei in lyts wyt gebouke. Doe’t se de doar iepen die, ûntplofte der foar har in wûnderlik gefladder fan dûnzige gouden wjokjes. In koar fan hûnderten skelle tsjilpgelûdsjes prike yn har earen as in te fier ynpjukte toskestoker. Der hong in rook fan swiete hinnestront.

‘Heden noch ta!’ rôp Ada.

‘Ja, der binne hjir sa’n seishûndert. Elk aai skynt útkommen te wêzen.’

‘Hoefolle hienen jo ferwachte?’

‘Sa’n fjouwerhûndert. Dat is foar ús genôch.’

‘Dan ha jo sa’n twahûndert te keap?’

‘Ja. En allegearre wite Plymouth Rock.’

Ada stoarre nei de grûn. It wie as wie de flier bedobbe ûnder in grutte keppel lytse hierrige kupidootsjes, allegear fan goud. God hie se net moaier meitsje kinnen.

‘Hoefolle?’

‘O, fiif sint it stik.’

‘Ik sil it der fan ’e middei mei Alfred oer ha.’

‘Goed.’ Alta seach Ada freonlik oan. ‘Ien goede rie.’

‘Ja?’ Ada koe der net oer út, dat in frou wol in pear tomme langer wie as sijsels.

‘Brûk dat âld hinnehok fan Windmiller bij jimme net. Dat sit grôtfol luzen en sykten.’

‘Kin men dat dan net ûntsmette?’

‘Jo kinne better mei in nijen begjinne.’

‘O heden.’

‘It nimt jo man mar even om in nijen te timmerjen.’ Alta knikte. ‘En no’t we dat deel fan jo besite ôfhannele hawwe, wolle jo in kopke tee?’

Op teannen, om net op de fladderjende pykjies te stappen, skufelen se it briedhok út.

Ada frege Alfred om it hinnehok te ynspektearen. Hij hie ’t al gau besjoen. ‘We brâne it op, mei niten en al.’ Hij loek oan syn rjochterear, it ear dêr’t er meastal op sliepte. ‘It duvelske ding is toch hast trochrotte.

Miskien krije we de eigener safier dat se ús hout en dakbedekking foar in nijen jout.' Hij loek wer oan syn ear. 'Yntusken, omdat it maisdroegershok toch leech stiet, kinsto dat in skoftke foar dyn piken brûke.' Wylst se nei hûs ta rûnen, heinde Alfred syn skerp ear wat op. Hij stie stokstil.

'Wat is der?'

'Jong hûntsje. Yn de sleat lâns de dyk dêr.' Hij rûn mei lange halen har eintsje dyk del, mei Ada achter him oan. 'Jawis. Gjinn wûnder dat myn ear pipe.' Hij krige in krollich boskje gouden facht op út it gers. It lyts begrype grynde sacht doe't er it oanrekke. It wie net folle grutter as in ring woarsten.

'In kolly. No no.' Alfred aaide it beestje. 'Ien moat it hjir delsmitten ha om der ôf te wêzen.'

Ada sloech de hân tsjin de foarholle. 'No wit ik it wer. Krekt foar iten hearde ik wat gejang. Mar doe't ik nei bûten seach, seach ik allinne mar in buggy foarbijriden. Heel fluch.'

'Dat hat it dan west. Hjir hat ien him oan ús dykje achterlitten, tinkend dat we him wol fine en goed op him passe soenen, omdat we krekt begûn wienen te buorkjen en al gau ferlet ha soenen fan in hûn.'

'Se moatte har skuldich field hawwe dat se him fuortdienen.'

'Miskien wie it in jonge mei syn mem dy't it dien hawwe, foardat de âldman him yn in sek stopje en yn de rivier ferdrinke koe.'

'Wat freeslik.' Ada stiek har hân út en streake it rûne rechje fan it hûntsje. 'Hee,' sei se, 'hij kin noch net sjen.'

'Dat hie ik ek al sjoen. Grif pas in wike âld.' Alfred seach ûnder syn sturt. 'Ja, it is in hij.' Hij joech it hûntsje foarsichtich oan Ada. 'Hjir, nim do him. Hij kin better mear oan dij wenne as oan mij. Ik sil net sa faak yn 'e buert wêze om him iten te jaan.'

It hûntsje hie lytse earkes, in rûn kopke, en in stomp noaske. Ada fielde syn hartsje tsjin har fingers klopjen. 'No, do lyts swalkerke, do hast al in aardich rûge tiid achter de rêch, net?'

'Dat is in goede namme foar him. Swalker.' Ada knikte. 'Ja, Swalker. Swalker.'

'As wij ús lytse jonge krije, sil it in geweldige boartersmaat foar him wêze. En ek in waakhûn.'

Dy jûns beklaaide Ada in âld skuonnedoaze mei in âld stikje flanel as sliepplak foar it hûntsje ûnder de kachel. Hij hie goed fan kowemolke dronken. Alfred hie in styk fabrisearre út in finger fan in âld rubberwant.

'No,' sei Alfred, 'ik wit net hoe't it mei dij is, mar ik gean op bêd.'

Ada aaide it hûntsje noch ien kear gerêststellend oer it rûne kopke, soarge dat er waarm ynstoppe wie en makke har doe klear om op bêd.

It hie in lange dei west. Se pompte wat kâld reinwetter op út de bak en wosk harsels. Har hûd like mear as gewoan fan goud. Se seach der út as in ripe perzik. Dat kaam grif fan dy kuier yn de sinne dy moarns. It koe fansels ek wêze dat se krekt in wike lyn har Venuskrêm oan kant dien hie.

Se beseach harsels wat better. De sinne hie ek de ljipaaien op har noas skerper útkomme litten. Har mem hie ris sein dat der in manier wie om der ôf te kommen. Lit in waskhantsje nachts bûten lizze, dat de dauwe deryn komt, en waskje dan de oare moarns de skeinspruten der mei de dauwe ôf. Se leunde oer de wite waskbak hinne en plaske hearlik hanfollen wetter tsjin har wangen. Per ûngelok snúfde se in pear drppen op yn 'e noas. Se moast even fûl prúste om se kwyt te wurden. Se roek wolken yn it wetter en ien of oare fjildblom. Se wrong it waskhantsje út en droege har gesicht ôf. Dêrnei liet se it wetter fuortrinne en blaasde se it ljocht út.

Se fûn Alfred djip yn 'e sliep op syn rêch lizzend. Yn it sachte ljocht lei syn holle yn kreaze rêst op it wite kessensloop. De grutte noas tsjutte op in sterke manlike man. Dêr mocht se wol oer. No't er djip yn 'e sliep wie, hoege se earst net har nachthimd oan te strûpen om har dêr dan ûnder út te klaaien. Se heinde in glimp op fan har eigen neakene lea, doe't se it nachthimd oer de holle tilde. It foel om har hinne mei in sinlik rûzjen fan sacht flanel. Se blaasde it ljocht út, glied stilwei nêst har man en stoppe it dekbêd oan har kant ûnder de râne fan de matras. Rêstich sykheljend tocht se nei oer de foarfallen fan de dei: it keapjen fan de gouden kupidopykjes, it finen fan de goudhierrige kolly.

'Hoe fynfielend en begripend hat Alfred al dy wiken west, sûnt de tiid yn febrewaris dat we it dien hawwe,' tocht se. 'Sûnt dy kear hat er mij net wer lestich fallen. Wylst er maklik ferfelend wêze kinnen hie. Etta fan neef John en Minnie fan Lemuel Longwood sizze dat har mannen har op syn minst ien kear yn 'e wike lestich falle. Wêr tinke dy manlju oan, as de iennige kear dat jo achte wurde it te dwaan, dy kear is dat jo bern ha wolle? En net om de wille?' Se tocht: 'It is sa'n trije moanne lyn sûnt we trouden. Njoggen moanne hjirnei is it myn jierdei. De tredde jannewaris. Dat soe wat wêze, net? In bern te krijen op myn jierdei. Ja, en om it Alfred meitsje te litten krekt trije dagen nei syn jierdei.' Se treau it nachthimd nei ûnderen en stiek de teannen tsjin de seame. Se mocht har teannen graach smûk yn har nachthimd stoppe. It naam altyd in skoftke tiid nachts om har fuotten waarm te krijen.

Dat meneuveljen makke Alfred wekker. Hij rôle bij har wei, en mompele wat, sykhelle trije kear djip, en sei doe dúdlik: 'Ik ha hjoed it hjouwersiedzjen dien makke.' Ada glimke bij harsels yn it tsjuster. Stilte. Doe sei er, noch altyd sliepend: 'Dat sil dy Englekings sjen litte

dat ik net sa dom bin.’ Doe snúfde er ynienen en skrilte wekker. ‘Hnh? Wat?’

Ada har glimkjen loek kûltsjes yn har wangen.

‘Seisto wat?’

‘Nee, Alfred, dat diesto.’

‘O.’

‘Do seist, datst de hjouwer yn ’e grûn hiest hjoed.’

‘O. No, ik bin ek noch de earste yn de fallei.’

Se hearde de manlike grutskens yn syn stim. Dat wie goed om te hearren. It wie krekt as dy grutskens fan de ljurken dy’t se dy moarns heard hie.

‘Dat sil se sjen litte dat ik se wol aardich op in rychje ha.’

Dy hearlike rook fan himelske lucht hong har wer yn ’e noas. It wie krekt as wie har binnenst fan waarme huning wurden. Se draaide har om en sloech de earms om him hinne. Se woe syn gefoel fan triomf ek meimeitsje. It wie in goed en edel ding om siedde te hawwen op de gaadlike tiid fan it jier. Op it hichtepunt sels fan syn bêste momint as bouwer fan de fjilden woe se him yn har earms hâlde. ‘Myn man,’ sei se, ‘is it net tiid dat wij ek siedzje?’

‘Hnn?’

Se die de skonken faninoar en loek him tsjin har oan en mei har earm om syn heupen prange se him stiif yn leafde tsjin har oan. De man yn him waard wekker. Yn in omsjoch lei er op har, en mei in pear handige bewegings treau er syn hurde siden roede djip yn har.

It wie te gau foarbij. It hie lykwols, krekt as de oare kear, lekker field. En man en frou hienen beide tagelyk in bern oansette wollen yn de aprilmoanne fan har earste jier as troud pear. De Heare moast har wol segenje. Se soe ûntfange. Se fielde syn sie yn har búk lizzen, yn stadige loaie spiralen.

‘Sliep lekker, myn leafste.’

Letter dy nacht waard se wekker troch it bewegen fan syn hân op har búk. Twingend.

‘Alwer, Alfred?’ flústere se, him net wjersteand.

‘O, leave skat, de lêste kear ha we it mar ienkear dien en der kaam gjin baby. Ik tocht, as we it noch in kear dienen, dat we it dan ferskillende kearen achter elkoar dwaan moatte soenen. Lykas de dieren fan it fjild.’

‘Dogge se dat?’

Ut har manier fan praten fernaam er wol dat se der net op tsjin wie. Flux lei er wer op har. Noch twa kear dy nacht makke er har wekker. Elke kear flústere se har ynswiete tastimming: ‘Alwer, myn man?’

It wie allegear hearlik. As de smaak fan huning. Se wist dat se der minder oan hie as hij, mei syn wûndere nokkerjende rop fan fûl geniet.

Mar se treaste har mei de gedachte dat al dy swietstromende siedsjes no yn har skoat in honk besochten te finen.

Se liet him in wike lang har koaning wêze.

Ada * 12

Yn it begjin fan de simmer begûnen Ada har spienen gefoelich te wurden. It wie woansdeitemoarn. Troch it iepen rût wyndere de swakke rook fan de lêste sering. Swalker lei plat op it liif op it kleed foar de miggedoar, en seach nei de wite jonge hintsjes dy't bûten it hikje yn it gers omskarrelen. It wie tiid om de hinnen te fuorjen, altyd in aardich putsje. Ada fage de hannen skjin oan de handoek boppe it oanrjocht, en knope doe har wurkskuon fêst. Se seach op it hûntsje del. 'Klear?'

Swalker koe dat wurd. Hij gong oerein en stie klear. It wie in skrandere jong hûntsje wurden mei in weagjende gouden sturt. 'Bêste hûn.' Se treau de doar iepen en rûn nei de nôtskuorre, wylst it hûntsje har achter de hakken oan trippede. Se skepte in amerfol mealde maiskerrels út in tûne en socht yn 'e midden fan it hiem in skjin plakje, dêr't noch net tefolle hinnestront lei. 'Kyp, kyp, kyp,' rôp se.

Fuort kamen út alle hoeken fan it hiem fan dy ûnredsume wite hintsjes op har ôf. De fiersten stoden it hurd, sa hurd se mar koenen op har giele poatsjes, en se brûkten har healwoeksen wjokjes om gong te setten.

Ada wachte oant alle twahûndert har om de fuotten skarrelen. Se fladderde har yn wutskomjende weagens om de skonken. Soms bedobben se it hûntsje bij har hakken. Swalker hie leard om dat geheister fan fladderjende wjokjes te fernearen. De snaffels hienen se op it wiidst iepen, read mei giele rântsjes, en de reade tonkjes wibelen as de helmknoppen fan in tigerleelje.

Se begûn as in siedder op it lân hânfolle fynmakke maiskerrels út te struien. Oan beide kanten achter har folgen de piken yn skomjende weachjes it struisel. Tsjin de tiid dat se de amer leech hie, wienen de twahûndert piken yn gelikense rigen ferspraat oer it hiem. It rappe pikken klonk as fallende reindrippen. Swalker bleau sitten en beseach de drokke pikkers goedmoedich. Fan nocht bolle syn gouden sturt omheech.

Ada kuiere werom troch de drok pikkende hintsjes hinne. Dêrbij moast se de piken oan 'e kant skowe. Se die dat op har gemak, wêrbij't de seame fan har lange griene jurk oer guon fan de hinne-en-werjende sturtsjes streake. Doe't se op healwei tusken de itende piken oankommen wie, gong se op de lege, omkearde amer sitten. Se bestudearre har

team piken dromerich en leafdefol. Wat prachtich om jo eigen libbene skepsels te fokken. Se wie noch mar fjouwer kwytrekke. De piken wienen allegear noch heal mei dûns en heal mei fearren beklaaid. Mar sa alderaardichst. Al gau soenen guon klear wêze om op te iten en dan soe dy aaklike tiid komme om se deameitsje te moatten. ‘Alfred kin dat wol,’ tocht se. ‘Ik wit dat ik dat net kin.’ In readboarstke klonk yn de walnutebeammen achter it hûs.

Swalker kaam op har ta en slikke ienkear de rêch fan har hân. Ien fan dy ûnhandige piken kaam op Ada har linkerskoech ôf en pikte feninich nei it ûnderste knopke. It swarte knopke wie helder glêd en bij elke pik stuitere it op en del. It hintsje pikte der sa’n tsien kear nei, mar it gong net los. Op it lêst, doe’t er fernaam dat it blinkende knopke net los woe, seach er mei lilke gielomrâne eachjes skean omheech nei Ada. ‘Kek,’ klonk it, en hij socht in oar stientsje. Ada glimke, en se aaide de kolly nêst har. Se bleau dêr dy moarns in skoftlang tusken har piken sitten. Doe’t de sinne de rêch fan har hannen ferwaarme hie, gong se mei tsjinsin oerein en rêde de amer op.

Se pakte in pûdsje mei slaadsie, krige de skoffel en túnklauwer en sette de stap nei it stikje bou oan ’e oastkant fan it hûs. Ein april hie Alfred mei syn hânploege in stikje grûn foar har swart makke. It wie sa’n tweintich foet yn ’t fjouwerkant. Se hie al earten plante, bytsjes, beane, komkommers, slaad en radyskes. De radizen wienen al hast op, mar der wie noch tiid om yn stee dêrfan noch in kear slaad te siedzjen, sadat se yn augustus farske griente hienen. Se loek de oerbleaune radyskes derút, dêr’t de measten fan spjochtich en bitter wienen. Toch loek se de blêden derôf, en lei se de radyskes mei soarch yn it gers, in read bultsje mei wite útsprate woartels as sturtsjes fan deade mûzen. Se woe se brûke foar it sop dy jûns. Je koenen neat samar fuortgoaie.

Se skoffele it stikje bou, fjouwer bij fjouwer foet, egalisearre it en struide der tusken tomme en wiisfinger in pear kear wat slaadsie oer hinne. Dy beweging liet har tinke oan in mearke. In iennige wat se dwaan hoegde wie om as in soarte fan tsjoenster mei de hân oer de grûn te swaaien en de swarte grûn mei al syn reade wjirmen soe hommels ferskine as in griene tún. In pear siedsjes bleaunen oan de palm fan har hân plakken. It liken krekt lytse nullen. Se kleefden oanelkoar as wienen it magneetsjes. Se frege har ôf oft it minsklik heitespul dêr ek op like.

Se klaude it stikje bou mei de túnharke goed oer de kop, en gong doe yn ’e hoksen sitten om de modder mei de hân oan te drukken. Dat hie har man har leard. Om har sjen te litten hoe belangryk it wie om de grûn stevich oan te drukken, hie er mei sin yn it begjin fan maaie oer it stikje mei radizen rûn, en in wike letter ferskynden de earste

radyskes presys yn syn fuotprinten. Se sloech de modder en it túch fan de hannen en brocht it túnark wer yn it arkskuorke.

Se makke fjouwer broggen mei sneedsjes koweffleis klear foar Alfred en stoppe se yn in papieren pûde. Dêrnei geat se in kantsje fol mei kofje, mei molke en sûker derbij. Se rôp Swalker en mei him deun achter har toffele se troch it walnuteboskje en doe nei it noarden bij de eker lâns. Se digere bij de kreaaze rigen mais lâns om te sjen wêr't Alfred wêze koe. Even letter ûntdiek se in wolkje moude dat opstiigde boppe de lêste sachte gloaiïng fan it lân. Al gau stieken twa pear swarte hynsteëaren boppe de fine griene maisspruten út. It wienen Duke en Dan en se kamen op har ta. Goed. Dat betsjutte dat Alfred op 'e weromreis wie en oer in pear minuten bij har wêze soe oan har ein fan de eker. Se rûn nei de lêste fuorge dy't er bewurke hie en gong tsjin in stekpeal sitten. Swalker gong nêst har yn it gers lizzen.

Der stie gjin sigentsje wyn. De loft wie sa blau as in fjild mei flaaksblommen. Boppe it weagjende lân skynde de sinne mei in gouden gloede. Ut de sleat achter har kaam de swietrook fan wylde roazen. Der wienen safolle ljurken oan it sjongen om har hinne, bij de dyk lâns en boppe de lannen oan alle kanten, dat se har tinke lieten oan in stikje út it evangelje: "En ynienen wie der bij dy ingel in grut himelsk leger, dat Gods lof song".

Wat langer dat se dêr siet, wat sterker it aroma fan de wylde roazen waard. Somtiids wie dy rook sa fris, sa swiet, dat it wie as flûstere ien yn har noas. Se bûgde om de stekpeal hinne om de blommen better te besjen. Noch gjin foet bij har wei hong ien inkele perfekte wylde roas, dy't krekt yn 'e bloei stie; oan de tippen fan de blomblêden hong noch wat fan de kliemske resine. Fan de bleekreade blomblêdsjes stiigde swietrook op, as waarme damp.

Tusken twa fan de bledsjes doek in reade pishimmel op. It wie krekt as wie der tusken reade gerdinen in toanielspiler nei foaren stapt foar in lêste bûging. It reade beestje draafde mei hoekige bewegings oer de koarte hierrige helmknoppen, wêrbij't syn poatsjes stofmoal oppikten. Even letter like it oft syn poatsjes mei giele swevelstof bedutsen wienen. Krekt doe't de reade pishimmel de noas yn it hierrige helmknoppebêd stiek, saaide in grouwe swart-giele holder gûnzjend út it neat del nêst de reade pishimmel.

'O,' sei Ada sacht. Se wie spoekbenaud foar holders.

De reade pishimmel mocht der ek net oer om de holder dêr te hawwen. Hij waard kjel; stiek de noas omheech; naaide doe út fan it giele toaniel, en ferdwûn tusken de reade gerdinen. De bazige holder, dy't allinne om himsels tocht, fernaam de pishimmel amper. Hij

wankele oer de swaaiende helmknop en fûn lang om let wat er socht, in dripke rôze nektar. Hij liet de sturt in ein sakje en begûn te sûgjen.

‘Bazig kring,’ foetere Ada.

‘Dat bin ik.’

‘Wat!’ Mei in skok draaide Ada har om. Ferheard seach se mei wiidiepen blauwe eagen nei har man. ‘Do makkest mij kjel. Ik hie dij net oankommen heard.’ Alfred hie de hynders mei de kop nei de dyk ta yn it sigentsje stean litten.

‘Dat sjoch ik. Do hiest it sa drok mei dy fleanende grizzlybear.’ Alfred bûgde foaroer en kloppe Swalker op syn kopke. ‘En ik sjoch datsto ek meikommen bist, h’n?’

‘Wat in nuvere namme foar in holder.’

‘Yn ’e bijewrâld is dat in grizzlybear.’

It foel Ada wer op hoe goed Alfred de dingen beneame koe. Fuort dêrnei gûnze de holder fierder. Se seach Swalker brimstich oan. ‘Bist in moaie wachthûn, hear, datst net warskôge hast dat myn man deroan kaam.’ Swalker seach har oan, wat skrutel oer de toan fan har stim.

‘In goed belearde hûn blaft noait nei syn baas.’ Alfred flijde him yn it gers nêst Ada del, die de papieren pûde iepen en roek deroan. ‘Hmm. Droech fleis en farske bûter.’

Mei syn knipmes pjukte er oan it lid fan it kofjekantsje. Dat skeat mei in plofke los en kofjedamp stiigde nei syn gesicht op. ‘Ah. Skot yn ’e roas. Do hast mij rjocht yn ’e midden fan de mage rekke.’ Hij hold har it ammerke foar: ‘It earste slokje?’

‘Nee, fan ’e moarn net.’

‘Goed dan, mei permisje, op dij dan.’ Hij naam in lange swolch; syn adamsappel wipte op en del.

Ada seach dat Alfred syn klean ûnder de switplakken sieten, ûnder de skouderbannen fan syn overal, ûnder syn earms, boppe oan syn broeksboksen. Op de wiete plakken yn de tearen fan syn overal lei in laachje griis stof. Syn swit roek nei it swit fan in flinke keardel, en hie helendal neat fan dat wat gleie soerige swit fan guon manlju.

Der kaam in glânzgjend swart weintsje mei twa appelskimmels derfoar de grutte dyk delriden út it noarden wei. In frjemd hie de linen beet. Hij tikke oan syn hoed as groet wylst er foarbijsnuorre.

Ada murk op: ‘Us dyk wurdt de lêste tiid drokker.’

‘Ja. Hast it net heard?’ sei Alfred. ‘De kaartemakkers meitsje ús dyk hjir de haaddyk tusken Sioux City en Winnipeg.’

‘Sa fier?’

‘Dat neame se aanst de Koaningswei.’

‘Hee, dat betsjut dat we dus toch net oan sa’n achterôfdykje wenje?’

‘Nee dus. En it bêste nijs is, de dyk wurdt ferbettere. Hij wurdt ophege en breder makke. Miskien sels mei grint derop.’

‘Dan kinne we op elk momint nei de stêd ta, dus? En hoege we gjin soargen te hawwen oer modderdiken nei reinwetter.’

‘Ja, sa is it.’ Alfred keas in brogge út. Mei in hânploege moast er de blêden de grûn yn triuwe en tagelyk de hynders menne mei de linen oer it skouder. Dat swiere wurk krige er altyd in ôfgrysliken honger fan. Toch naam er mar beskieden happen út syn droechfleisbrogge.

‘Miskien komt ús folk dan ris del foar besite.’

Alfred kôge in skoftke yn stilte. ‘Noch altyd ûnwennich fan har, sa no en dan?’

‘Do net dan fan dyn famylje?’

‘Fan heit? Nee.’

‘Hasto de lêste tiid noch fan jim heit heard?’

‘Do witst wol fan net. Hij sit ergens yn ien fan de Dakota’s.’

‘Op in dei soe ik jim famylje graach ris treffe wolle.’

‘Dat komt wol goed. De Dakota’s binne droech en heit wurdt dêr wol útbrând. Dan betinkt er wol wer hoe goed as er it hjir yn Bonnie hie.’ Alfred iet de lêste brogge op en dronk doe syn kofje út. ‘Man, dat smakke goed.’ Hij smakte mei de lippen. ‘Ja, heit komt grif foar ein dit jier werom. Sa lang nimt it ûngefear om alles kwyt te reitsjen yn de woestyn.’

Ada plôke ien wyld klaverblomke en hold it tsjin har noas. De readbrune silinder roek nei in slûch hûntsje. ‘Tinksto dat jim heit nei hûs ta stowe soe as er wist dat er gau pake wurde soe?’

Alfred syn grutte noas beprakkesearre dy fraach. ‘Do bedoelst, wij krije meikoarten in pakesizzer foar him?’

Se seach him rjocht yn ’e eagen. ‘Ja.’

Hij lei har in earm om de mul. ‘Bist der wis fan?’

‘Sa wis as in frou mar wêze kin.’

‘Leafste.’ Hij sloech beide earms om har hinne en tute har, ferskeidene kearen, waarm en stevich. Se liet har tsjin him oan hingje. It fiede sa nuver om oan harsels as takomstige mem te tinken. It wie amper wat se ienris leaud hie as lyts famke, dat de mem wat spesjaal gist opiet en dat de gist dan in poppe yn har búk bakte. Dit wie it dus wat de wrâld geande hold. Dat de froulju harsels yn twaen deelden. Alfred naam har boarst yn syn brune hân. Syn earm prange noch sterker om har hinne en hij waard hitsich.

‘Nee, Alfred. Net yn it iepen fjild, lykas de dieren fan it fjild.’

‘Mar ik bin in minske fan it fjild.’

‘Nee, Alfred, ik ha in oar soarte leafdefolle gedachten. Net dy. Dêr bin ik net foar yn de stimming.’

‘Net yn ’e stimming? No ja, dat is wat oars, dat begryp ik.’ Hij joech har in lûde klaptút op it wang en liet har los. Doe dolde er syn kromme piip út syn boarstbûse en stiek op. Ada fûn de rook fan syn tabak lekker.

In healoere letter, doe’t se bij it stek lâns nei hûs ta rûn, skrok se fan in wangpûderôt dy’t mei de beweging fan in slange troch it hege gers sljurke. Se seach him syn hoale yndûken.

Dêrnei heinden har eagen it foarbijfleanen fan in kolibry op. It fûgeltsje skeat rjocht op in pear suterige lavindelkleurige blommen ôf yn in wiet plakje yn ’e sleat. De robynkleurige kiel en it griene lyfke pasten goed bij de readachtich blauwe skutblêden en de pearsgeewize griene blombledsjes. It fûgeltsje hie de blom wêze kinnen of de blom it fûgeltsje. Doe wist se ynienen watfoar blommen it wienen. ‘Hee, dat is in boskje wylde bergamot. In soarte fan munt. Dêr kinne je goede tee fan meitsje as jo de bledsjes droegje.’ Se glied foarsichtich, om har jurk net oan it stikeltried heakje te litten, ûnder it stek troch, en plukte in skelkfol fan de lange fjouwerkante stâlen.

Ada * 13

Betiid op in moarn yn augustus kraaide der in hoanne bij de doar. ‘Dat klinkt as krije we besite,’ sei Ada tsjin harsels. Tsjin tsienen die se har holdoek ôf en glied se yn har hiemskuon. Se stie op it punt it stek út te rinnen, doe’t se de post seach, Slim Lehr, dy’t oer de dyk yn syn langwerpige oerdutsen buggy oanriden kaam. Se bleau even stean om te sjen oft Slim bij har brievebus stilstean bliuwe soe. ‘It is tongersdei. De krante soe yn elk gefal komme moatte.’ Ada hie The Bonnie Review net sa heech. Dy stie meastal grôtfol mei healwiis geëamel oer minsken út ’e buert en mei oernommen nijs út plakken fierôf. Se hie mear op mei dat oare wykblêd, De Wachter, it tsjerkebledsje, mar dat soe pas op sneon útkomme.

Slim Lehr stoppe yndie. Mar net bij de brievebus. Hij rôle in eintsje troch en stoppe doe pas, stapte út en holp in jongedame út it weintsje. Hij tilde der in brune koffer út en sette dy nêst har del, wêrnei’t er har in oprôle krante oerlange. Hij tikke oan syn pet, knikte, stapte yn en ried fuort.

‘Dy hoanne hie gelyk, we krije hjoed besite.’

De jonge frou seach ferwûndere om har hinne, nei de beammantel, de reade skuorre. Doe murk se Ada op dy’t bij it hikje stie. Har gesicht klearre op en se krige de koffer beet en rûn op har ta. Se wie lang en slank, hie in brede wite hoed op, in wite jurk en wite skuon oan. Doe’t

de jonge frou tichterbij kaam, seach Ada dat se readbrún hier hie en griene eagen. Har lang stal, en sa't se rûn, kamen har ergens bekend foar.

‘Bisto Ada?’

‘Ja.’

‘Moai sa. Dan bin ik hjir goed te plak.’ De jonge frou glimke. Dat glimke iepene in gesicht dat fierders beret wie, sels wat fyn besnien. ‘Ik bin Karen Alfredson, Alfred syn suster. Do hast grif oer mij heard.’

‘Heden noch ta. Ja, fansels. Do bist lang, lykas Alfred.’

‘Ja. Mar dat bisto ek.’

Wylst se elkoar goed opnamen, glimken se freonlik nei elkoar. De sinne skynde helder en smiet slanke skaden fan har beiden oer it gers.

Ada stiek de hannen út. ‘Karen, moai om dij no einliks te sjen.’

Karen sette de koffer del en griep Ada bij beide hannen. ‘Ik hoopje mar dat Alfred net út ’e skoalle klapt hat oer mij.’

‘Nee.’ Alfred hie feitlik nochal stil west oer syn suster, lykas oer de rest fan syn folk. Der hong wat in tsjustere wolk oer de famylje Alfredson.

‘Dat is moai.’ It wie goed te sjen dat Karen frijwat ferbaasd wie dat har broer noch wol in goedútsjende frou trouw hie. ‘No, ik tink dat ik better even fertelle kin hoe’t it komt dat ik in dei letter kommen bin.’

‘In dei letter?’

‘Ja. Ha jim myn brief net krigen?’

‘Nee.’

‘Wat nuver. Ik ha jim in wike lyn al út Sioux City skreaun. Sjochste, ik wie klear mei de kweekskoalle op Morningside College en ik ha skreaun oft it goed wie dat ik bij jim útfanhuze oant de skoallen begjinne. Dan gean ik op ien septimber werom yn ’e kost bij de Murrays.’

‘Do bist skoaljuffrou?’

‘Ja.’ Karen wiisde nei de skoalle op ’e hoeke. ‘Rock Township, nr. 3. Ik ha in jier fuort west út de skoalle.’

‘Wij ha noait in brief fan dij krigen.’

‘Dan hat de post jim werris oerslein. Lykas ferline jier.’ Karen seach nei de oprôle krante yn har hân. ‘Miskien ...’ Se tearde de krante iepen. ‘Sjochris, dêr is er. Myn brief oan jim.’ Laitsjend joech se him oan Ada. ‘Persoanlik besoege. Miskien kinst him better even lêze om te sjen oft ik eigenlik wol echt wolkom bin.’

‘Wêrom? Stiet der wat yn dat we witte moatte?’

‘Nee, ik sei mar wat.’

Op dat stuit kaam Swalker achter Ada har lange jurk wei en begûn

wyld nei Karen te blaffen. Hij makke sa'n kabaal, sa ûnferwachts en lûd, en liet mei de kop leech bij de grûn sokke gefaarlike toskjen, dat beide froulju in stap tebek setten.

'Heden, heden,' foetere Ada. 'Wat no, do ûndogenske hûn, dit is besite. Wês ris even aardich foar ús besite. Dit is in aardige frou, hear.'

Swalker blafte noch lûder. De hierren op syn gouden sturt stienen oerein as stikels. 'Swalker! Stil do!'

Karen har gesicht beloek, berêstend. 'It is wol goed, hear, Ada. Beesten ha nooit fan mij holden. Ik wit echt net wêrom.'

'Mar Swalker is meastal sa goed as bôle.'

'Gjinien beest hat ooit fan mij holden. En dat wylst ik altyd in húsdier ha woe.'

Ada bûgde har oer Swalker hinne. 'Harkje do ris even, do —' Swalker loek as in slange de kop werom, en biet nei Ada. 'Hearken, dy hûn toch,' rôp se ferbjistere. Se stampte mei de fuotten nei Swalker. 'Stoute hûn.' Bij it hearren fan it wurd 'stout' waard er wol wat kalmer. Hij rûn in ein achterút, mar koe net helendal in grânzgjende razernij yn himsels bedimje. 'No,' sei Ada, 'hij is teminsten opholden mei dat ferskuorrend lûd geblaf.' Se seach Karen even mei in ûntskuldigjend glimke oan. 'Kom, lit ús yn 'e hûs gean. Dêr kinne we rêstich prate.'

'Kin ik dan hjir bliuwe?'

'Fansels kinsto hjir bliuwe, Karen. Yn 'e goedichheid, hoe oars?' Ada seach noch in kear lilke nei Swalker om der wis fan te wêzen dat er net wer blaffe soe. 'Alfred is hjoed net thús. Hij is oan it terskjen bij de Stoefens.' Se pakte it platte koffertje fan Karen op. 'Kom.' Se gong har foar it hûs yn, en soarge der wol foar dat Swalker bûtendoar bleau. Karen fage de fuotten op de matte krekt foar de doar. Se ynspekterde alles mei in freonlik glimke dat tagelyk wat kritys wie. 'No Ada, wat in netsjes en gesellich keukentsje.'

'O, ik prebearje myn bêst te dwaan mei it lytse bytsje dat we hawwe. It earste jier moatte wij wat sunich oan, witste.'

'O, mar do witst de boel wol smaakfol oan te klaaien.'

'No ja, ik doch myn bêst.' Wat hie Alfred syn suster eigenlik ferwachte? En dy Alfred, wêrom hie er har nooit in kear ferteld dat syn suster in frou wie dy't leard hie? 'Wolst de rest fan it hûs besjen? Dan kin ik dij tagelyk sjen litte wat wij de útfanhuzerskeamer neame.'

'Bêst. Mar echt wier, Ada, dit hûs is skattich. En ik wit hoe't it der earder útseach. Ik ha in kear bij de Windmillers west, doe't har dochterke Tessie harsels yn 'e problemen wurke hie. Ja, ien fan dy Horsbergjonges. Dy wenje hjir krekt benoarden. Se moast in bern fan Adolph ha. En noch wol ûnder myn noas, it wienen learlingen fan mij.' Karen rôle mei har griene eagen.

‘Dat wist ik net.’

‘Aaaarch. Ik wist net dat minsken sokke beesten wêze koenen. Krekt bargaen.’

Ada tocht: ‘No komt de aap út ’e mouwe. Miskien wie der mear te rêden as it drinken fan Windmiller.’ Se sei: ‘Wat aaklich om te hearren.’ Har praat begûn no op rabberij te lykjen. ‘Kom, dan lit ik dij it hûs sjen. En dan set ik kofje.’

‘Gjin kofje foar mij,’ sei Karen. ‘Dat is fergif.’

‘Tee dan?’ Al hie Karen dan leard en hie se goede manieren, se koe ôfgrysluk bot wêze.

Doe’t se in rûngong troch it hûs makke hienen, en Karen har koffer boppe brocht wie nei de útfanhuzerskeamer, gongen se sitten foar in bakje tee. Neigeraden de dei langer duorre en se elkoar hieltyd better lije mochten, begûnen se elkoars famyljeskiednis út te wikseljen.

Ada har kennis fan Alfred syn famylje wie frijwat ûnhelder. Alfred wist se noch wol wat fan, dat er fan skoalle helle wie doe’t syn mem stoarn wie en hij as feint bij Charlie Pullman kommen wie, doe’t er noch mar in foech jonge wie. Mar Ada wie ferbaasd te hearren dat Karen nei de dea fan har mem bij pleechâlders pleatst wie, de Gordon Hamiltons. Dat ferklearre Karen har goede manieren, want de Hamiltons kamen fia Vermont út Ingelân. Alfred syn heit, Alfred Alfredson V, hie de fjouwer jongste bern holden, Janet, Richard, Abbott en Gerda, en wie fuortdaalk út de stêd weigien. It die bliken dat Alfred V in ûngeduerich man wie. In stikmannich jierren letter wie er nei Bonnie weromkommen en wie dêr foar de twadde kear trouw, mei in widdo út Massachusetts, in Bettie Mercer. It wie in postoarderbred. Om spul yn de famylje te foarkommen hie Alfred V Janet bij in buorman mei de namme Herman Johnson útbestege en Richard bij de famylje Bob Crout.

‘Alfred hat mij ferteld dat jim heit no yn de Dakota’s húsmannet,’ sei Ada. Tsjin dy tiid wie it al healwei de middei en wienen se wer sitten gongen foar wat drinken, in glês limonade.

‘Ja, heit wie yn Bonnie de hele tiid ûngelokkich. Hij koe mar net fine wat er yn syn libben dwaan woe. Hij makke dêr skûlkelders. Hij en Billy Mather ha dêr yn Bonnie de measte trottoirs oanlein, miskien allegear wol. Ast in kear yn Bonnie komst en de kâns hast, sjoch dan ris goed, dan sjochst yn al dy trottoirs har inisjalen.’

Ada seach ferheard. ‘Dat is krekt as mei ús heit. Hij en syn broer John ha yn ús eigen stêd de measte trottoirs oanlein.’

‘Dat is apart.’

‘Ja.’

Karen die de eagen healticht. ‘Ik bin ris mei ús heit nei in plattelânsskoalle rûn oan de noardwestkant fan de stêd, dêr’t er oan in

sykloankelder wurke. Ik moat doe sa'n acht jier west ha.' Se skodholle bij de herinnering. 'Mar dy kuier wie te fier foar mij. Ik ha der noait wer west. Ja, heit wie in hurde earlike wurker.'

'Dus, Alfred syn heit sit mei Gerda en Abbott en de nije frou Alfredson ergens yn de Dakota's?'

Karen knippere wat mei har griene eagen. 'No, eh, om dij de wierheid te sizzen, syn nije frou Bettie wennet hjir.'

'Wat? Binne se skieden?'

'Tydlik mar. Se is wol deeglik mei heit dy kant útgongen. Mar nei in moanne is se alwer weromkommen. Se sei dat se dy iensumheid dêr net ferneare koe.'

'Alfred hat mij noait ferteld dat syn styfmem hjir yn 'e stêd wennet. Ik freegje mij ôf wêrom net.'

'Alfred hat spul hân mei syn heit.'

Ada fielde har kwetst dat Alfred har net ferteld hie dat syn styfmem yn 'e stêd wenne. Der kaam in mich ergens wei te gûnzjen en gong nêst har glês mei limonade sitten. Se pakte hoeden de miggeflapper en sloech him mei in flugge tik dea. 'Wennet frou Alfredson hjir dan allinne of sa?'

'Se is húshâldster. Bij Chauncey Mack.'

Ada wie fersteld. 'Gjin wûnder dan dat Chauncey ús soms sa frjemd oansjocht.'

'Ja, dat earne sloof. Sa't heit seit, wa't op syn gat sit bedijt neat.'

'Meist har net lije dan?'

'Neat mis mei har, hear. Se is op 't heden wat lilke dat heit syn hûs hjir yn Bonnie ruile hat foar in perseel lân yn dy woastenijs fan Dakota.' Karen seach Ada wat besorgd oan. 'Wês asjeblyft net kribbich op Alfred dat er dat net ferteld hat. Ik wol net dat jim dêrtroch spul krije.'

'O Karen, fansels net.'

Der wie even wat fan in net alheel suvere nijsgjirrigens yn Karen har griene eagen. 'Tefolle troude stellen kinne net goed mei elkoar.'

Ada glimke even myld nei har. 'Do hoechst net oer ús yn te sitten, hear. Alfred en ik kinne heel goed opsjitte. Hij wurket hurd. En der sit slinger oan him. Feitlik safolle, dat ik soms tink dat dy earne Alfred net oan syn rjochten as man takomt. Ik wit dat er mij faker lestich falle wol as er docht. Mar dat docht er net, omdat er oan mij en myn ferlet tinkt.'

'Dat is de manier om mei dy manlju om te gean. Jou se gjin tombreed ta. Hâld se koest.' Karen har stim krige wat fan it lûd fan in lilke wesp. 'Ast net oppast, brûke se dij allinne mar foar har eigen eigenikkige plezierkes, en dêrnei smite se dij as in âld fodde oan 'e kant. Manlju tinke mar oan ien ding.' Se naam in swolchje limonade. 'Altyd.'

‘No, Alfred is in goede man en ik mei graach no en dan aardich foar him wêze. Om him te plezierjen. Al bin ik bang dat er him mei in lytse poppe op kommendewei in skoft ynhâlde moat.’

Karen liet har glês suver op tafel falle. Se kipe fluch even nei Ada har bûk. ‘Dat is noch net te sjen oan dij.’

‘Mar it is wol sa.’

‘Echt wier?’

‘Ja.’

Karen har eachhoecken kniepen fan oergeunst wat bijelkoar. In soarte tsjuster witten stie dêr heel djip yn te lêzen. ‘Bist net bang?’

‘Wêrfoar? Ik tink deroan as wat heel moais straks, dat makket mij sa gelokkich.’

Karen slokte wat muoisum. ‘No, dat betsjut ... wannear ferwachtest it?’

‘Yn jannewaris. Sa om myn jierdei hinne.’

‘Ha jim dat sa útsocht?’

‘Min of mear. Ik siet ek oan de jierdei fan ús mem te tinken. Mines falt op de tredde jannewaris en dy fan har op de fyfde.’

‘Hm, sa – dat betsjut dat ik anst muoike wurd.’ Karen moast ynienen laitsje. It wie it laitsjen fan in bern dat wat goeds ûntdekt, wylst it dat net ferwachte hie. ‘Muoike Karen. Dat sil wat wêze!’

‘Ja, fynst ek net?’

‘Muoike Karen. Ik hoopje dat it in famke wurdt. Jonges binne altyd sa klierich.’

Ada moast glimkje. Karen har heit hie ek in jonkje west, toch? ‘Alfred wol fansels in jonkje ha. Om it Alfredsonstaach fuort te setten. As it in jonkje wurdt, dan is it in Alfred VII.’

‘Och hearken. Dy manlju mei har stambeammen. Krekt as telle wij froulju helendal net mei. Wêrom is der net in stambeam fia de frouljuskant? Want de wierheid is, it Andringhamstaach fia ús mem is yn alle opsichten like belangryk as it Alfredsonstaach.’ Karen dipte de lippen mei in wyt bûsdoekje. ‘Dy manlju tinke dat we kij binne dy’t ûnder de bêste manljusko yn ’e buert set wurde moatte.’

Ada moast wer even glimkje oer hoe’t Karen, nettsjinsteande har stúdzje oan de kweekskoalle, út en troch sa rûch yn ’e mûle wêze koe. Alfred hie dat ek oer him.

‘O, no’t ik der oan tink. Ik moat dij noch fertelle wêrom’t ik in dei letter kommen bin.’

‘O, dat hindert neat, hear, Karen. Ik bin bliid datst der bist.’

‘Nee, ik wol it dij sizze. Sjochste, ik ha wat in frouljuskwaltje.’ Karen krige in kleur. ‘Do moatst witte dat ik pas begûn te flagjen doe’t ik al achttjin wie, snapst wol, dy freonen foar altyd, elke moanne bloed.’

No, ik mis no ek noch wolris, soms moannen achter elkoar. Dat ik besleat bij in dokter yn Sioux City lâns te gean, dy't spesjalisearre is yn frouljuskwaaltsjes.'

'Ja, ik snap it.'

'Jo soenen suver tinke dat ik in bern krij, sa slacht it oer.' Karen lake, en die dat wat stjitterich. 'Mar fansels, dat is bespotlik, want ik ha mij noch noait troch ien tútsje litten. Ik bin noch altyd in lyts famke, leaf en ûnskuldich.'

Ada seach tafallich op de klok op de kachel. 'O, ik moat mei it iten begjinne. Alfred hat altyd sa'n honger as er thúskomt.'

Karen seach har even mei in wat sunich mûltsje oan. 'En dan komt er ek heel wurch thús, fansels?'

'Alfred net.'

'Do bedoelst, hij hat sa'n soad fut?'

'Alfred is noait ynein. Hij is sa taai as lear.'

'Hmm. Dat komt omdat er ... no ja, heit is ek sa. Manlju!'

Alfred * 14

Alfred kaam betiid thús. De terskploech hie om fiif oere hinne al klear west bij de Stoefens, te let om noch foar tsjuster bij de famylje Horsberg mei in nij karwei te begjinnen. Hij kaam yn 'e hûs mei syn manljuslaits om Ada in út te jaan en even stevich beet te krijen, en om har witte te litten dat se betiid ite koenen – mar seach doe Karen dêr sitten yn syn stoel yn syn favorite hoekje. Hij stoarre sprakeloas nei syn suster. Beide froulju glimken nei him. Ada waarm en Karen koel.

Yn syn beswitte overal en syn gesicht en earms ûnder it túch fielden hij him fuort net echt op syn gemak. Hij raspe mei in ilige hân oer syn stoppelburd. 'Godskes,' mompele er op it lêst.

'No Alfred,' sei Ada, 'is dat in manier om dyn suster te begroetsjen?'

Alfred wist dat er wat aardichs tsjin syn suster sizze moast, mar in deel fan him hie him tsjin har te skoar set.

'Alfred?'

Alfred syn geast begûn koartsachtich te wurkjen. Hij tocht: 'Dy hat grif in heel soad lary oer ús, de Alfredsons, oan Ada ferteld. Dat kin ik sjen. Ada hat dy blik fan ferjeffenis yn de eagen.'

Karen gong stean. 'Ik begryp it al. Ik bin net wolkom yn it hûs fan myn broer.'

Alfred bêde har mei de hannen del. 'Gean sitten. Fansels bist wolkom. Mar do sitst op myn plak.'

Ada loek de wynbrauwen op: ‘Alfred, kinst earst net even “goeie” sizze?’

‘Goeie, suster.’

‘Jonge noch ta,’ sei Karen wat spotsk. ‘Goeie.’

‘Karen seit dat se hjir in wykmannich útfanhûzje kin,’ sei Ada.

‘As se dat wol.’

Karen woe eigenlijk net út Alfred syn stoel wei. ‘As de skoalle op ’e hoeke begjint, gean ik wer yn ’e kost bij de Murrays.’

Alfred die in stap tebek. ‘Stiesto aanst sa tichtbij oan in skoalle?’

‘Ja.’ Karen gong op in oare stoel sitten. ‘Alan Weatherly hat mij myn baan werom beloofd nei de kweekskoalle.’

Alfred tocht: ‘Karen is miskien goed foar Ada. Frouljusselskip foar har yn de kommende wintermoannen.’ Hij klapte yn ’e hannen en sei lûdop: ‘Goed,’ en glimke waarm nei Ada. ‘Ik wie hjir om te sizzen dat ik oer in healoare klear bin mei it wurk.’ Hij glimke nochris en rûn nei de skoorre.

Doe’t er molke nei hûs ta brocht, in amerfol fan har iennige ko, foel it him op dat Ada en Karen beide troch it miggeskerm nei wat op de hoeke fan de dyk fierderop stienen te stoarjen. Hij gong de stoepe yn, en wylst er molke yn de rjemmeskieder geat, rôp er nei de keuken: ‘Wat is der te rêden?’

‘Der steane in pear sigeuners bij it skoalplein fierderop,’ sei Ada. ‘Mei in kapwein.’

Alfred seach sels ek even. Ja, dêr stie in kapwein ûnder de beammen, mei in stel lytse bern dêr omhinne te draven en in fjurke yn de berm bij de sleat. ‘Potferdoarje. No ja, dy ha hjir neat te sykjen. We hawwe noch net folle om fan te stellen. Noch net.’

‘Alfred,’ beskrobbe Ada him, ‘net iderien stelt.’

‘Alle sigeuners dogge dat.’ Alfred begûn oan de rjemmeskieder te draaien. Al gau hie er de goede snelheid te pakken en hij iepene it kraantsje fan de tank. Fuort dêrnei kaam der dreagemolke út de ûnderste nikkelen tute en spuite yn de melkamer, wylst rjemme út de boppeste tute rûn en yn in stiennen krûkje buorrele.

Doe’t er klear wie mei it skieden loek er syn beswitte klean út en die er in skjinne overal en oerhimd oan. Dêrnei wosk er syn gesicht even goed boppe it oanrjocht. It joech in goed gefoel om mei it wurk fan dy dei klear te wêzen en moai skjin. Noch better, dat der in goed miel klearstie, berêden troch de bêste kok yn Leonhard County. Hij kjimde mei grutte soarch syn swart hier en gong yn syn favorite hoekje sitten.

De froulju dieken de tafel, ûnderwilens de hele tiid spekulêrjend oer de kapwein fierderop, en elkoar ferskillende ferhalen fertellend dy’t se oer sigeuners heard hienen. Karen hie it oer hoe’t se lytse bern

stielen, en Ada oer har talint foar muzyk. Op 't lêst skoden se alle trije oan tafel foar it jûnsiten.

Alfred frege de segen. Likernôch healwei it gebed tocht er dat it miskien wol aardich wêze soe om syn suster witte te litten dat er toch wol bliid wie om har te sjen, dat hij foege handich in pear wurden oer har ta: 'Wij tankje Jo foar de feilige komst fan ús suster. Segenje ús meielkoar yn de kommende wiken. Meie wij elkoar opnij tagedien wêze lykas al ear. Segenje har wurk yn it kommend skoaljier.' Dat soe it har sjen litte en tagelyk goed dwaan. 'Ferjou ús al ús sûnden. Yn Syn namme freegje wij dat. Amen.'

Alfred die de eagen iepen, nijsgjirrich om te sjen wat syn twa froulju dêrop te sizzen hienen. Ada glimke him even bewûnderjend ta. Karen wist net hoe't se it hie. It wie dúdlik dat se net ferwachte hie dat Alfred in gebed ôfrattelje koe, lit stean sa'n goedenien. Dat stikje dat er der oer har yn befrissele hie, hie har ferbjustere.

Se sei stadich: 'Ik tocht dat jim miskien altyd in stil gebed dienen.'

Alfred die net iens de muoite om te glimkjen; hij woe syn jirpels ha.

Ada sei: 'Ik ha altyd fûn dat it haad fan it gesin, de man, foargean moat yn it gebed.'

Karen sei tryst: 'Ik woe dat heit dat ek dien hie.'

Alfred sei: 'Ja, hij leaude net iens yn stil bidden. En hij kin wol lêze.'

Karen fjurre werom: 'Us heit is gjin ateïst.'

Alfred sei: 'Dat haw ik net sein. Ik wit wol dat er libbet as in goddeloaze.'

'Tinksto dan dat heit streekrijocht nei de hel giet?'

Ada har blauwe eagen sprongen fan it iene gesicht nei it oare. 'Stil jim twa. En dat noch wol krekt nei it gebed. Doe't wij yn Syn oanwêzigheid wienen.' Se skodholle nei Alfred. 'Is dat no in manier om oer jim eigen heit te praten?'

Alfred knippere mei de eagen. De wierheid wie de wierheid. 'Wacht mar datst him sjochst. Dan kinst it sels sjen.'

Karen wie hast yn triennen. 'Ik hâld fan ús heit, ast dat mar witst.'

In skoft lang wie der allinne it lûd fan no en dan it tikjen fan in foarke op in board en fan de klok op de kachel.

Se wienen it neigerjocht oan it iten, wylde appels út in blikje, dêr't Alfred sljocht op wie, doe't Karen troch de miggedoar seach en ynienen útrôp: 'Sjoch dêr ris, dy sigeunerbern rinne jim hiem op.'

Alfred seach, fergemy noch ta. Hij gong hommels oerein. 'Se moatte ús hintsjes ha, sis ik jim.'

Ada lei har foarke mei soarch op har board del. 'Dat freegje ik mij ôf. Dy stelle toch net bij klearljochte dei hintsjes?'

'In lekker fet bret hintsje kin ferdealde goed smeitsje.'

It wienen in jonge en in famke. De jonge droech in tinnen amerke. Har klean wienen fersteld. Gjinen fan beiden hie in mûtse op en har brún hier wie boppe-op ferblikt troch de sinne. Har bleate fuotten wienen sa brún dat Alfred, sels dêr't er siet, har bleke teanneilen sjen koe.

‘Wêr is de hûn?’ frege Alfred. ‘Dy stjoer ik op har ôf.’

‘Wacht,’ sei Ada. De jonge en it famke rûnen rjocht op de put bûten it stek ôf en negearden finaal de hintsjes dy’t kwyk yn it gers omskarrelen. ‘Sjoch,’ sei Ada, ‘se wolle allinne wat wetter om iten te sieden.’

Karen sloech in hân foar de mûle. ‘Hee, krekt as ken ik dy twa.’

‘Sigeuners?’ lake Alfred spotsk.

‘Echt wier,’ hold Karen fol. ‘Se binne ûngefear like âld as Abbott en Gerda. O, wat mis ik myn leaf broerke Abbott.’

‘Dat ferbeeldst dij mar.’

Swalker kaam ûnder de stoepe wei te foarskyn. Blaffe die er net. Hij rûn troch it hikje en sa’n tsien stappen fan de jonge en it famke ôf gong er sitten. It famke seach him it earst. Se sei wat tsjin it jonkje. Dy bleau stilsteane. Doe’t er fernaam dat de hûn gjin kwea yn ’t sin hie, sakke er yn ’e hoksen en begûn er mei de lippen in flaaikjend lûd te meitsjen. Swalker hold de kop skeef, en beweegde syn gouden plomsturt; kaam wat nei foaren en gong wer sitten. It jonkje rûn op syn beurt in pear stappen nei foaren en sakke wer yn ’e hoksen. Hij lake sa ynnimmend mooglik nei de hûn. Ynienen sprong er nei foaren en besocht er Swalker te gripen. Hij sloech de earms om him hinne, mar koe him net fêsthâlde. De hûn snjitte fuort.

Der wie wat yn wat it jonkje die of sei dat de gouden kolly toch gerêststelde, en mei in lange reade tonge laitsjend út syn bek begûn er boartlik rûntsjes om him hinne te draven. ‘Kom, hûntsje. Kom, hûntsje,’ rôp it jonkje. Swalker wie helendal oerémis. Hjir wie lang om let in boartersmaatsje fan syn eigen leeftyd. Oan ’e ein fan syn achten begûn er op twa poaten te dûnsjen. It jonkje woe him graach oanreitsje en sprong wer op him ta. En miste. Doe begûn er achter him oan te draven. As in hurddraver. Syn skonkjes giselen elkoar foarbij. Swalker die mei, it achterein leech bij de gûn, en de sturt as in plom rjocht achter him oan. Unwierskynlik genôch hold it jonkje him bij.

‘Sjoch ris, wat kin dat jonkje drave!’ fernuvere Alfred him. ‘Krekt sa’t Abbott draafde bij it hurddraven. Presys!’ De skonkjes fan it jonkje giselen noch flugger. Hij helle de hûn yn. Se wienen hast de reade maiskrêbe foarbij. Doe doek er langút nei foaren. En hie de hûn te pakken.

‘It is Abbott,’ rôp Alfred. ‘Gjinen op ’e wrâld kin sa drave as Abbott sels!’

Karen skeat oerein en rôp ferbjustere út: 'Bist dêr wis fan?'

'Jaseker.'

'Ja. En dat is lytse Gerda bij him.'

Ada gong ek stean. 'Do bedoelst ...'

'Krekt wat ik sis.'

Ada sei: 'Dan is dy âldman dêr oan 'e kant fan 'e dyk bij it fjoer jimme heit.'

'Kristus noch ta!'

Karen rûn read oan fan gelok. 'Myn eigen broerke Abbott.' Mei de hannen har lange jurk ophâldend stode se de doar út. 'Abbott! Ik bin it. Dyn suster Karen.' Se draafde nei dêr't Abbott it hûntsje aaide. Swalker hie him goedmoedich fange litten en tute it gesicht fan Abbott fjurrich mei in lange reade tonge. Gerda seach ferbjustere hoe't har suster har foarbij stode.

'Abbott, Abbott, myn eigen leave broerke.' Karen foel him om de hals en begûn him ek te tûtsjen. Abbott syn brune holle ferdwûn ûnder de gouden facht fan de hûn en it betize readbrune hier fan Karen.

Even letter spatte Swalker út de heap earmen en skonken wei en gong in eintsje bij har wei. Hij seach dat it Karen wie en begûn woest tsjin har te blaffen.

Ada sei: 'Alfred, ik tink datst dêr better even hinne kinst.'

Alfred syn stim sakke in hele oktaaf: 'Ja. As dat mar goed komt.'

'O, Alfred toch, ik wist net datsto sa stymje koest.'

'No, de âldman hat mij oars frijwat min behannele yn syn tiid.'

'Tink dan oan jim mem en wat de hele famylje foar har betsjutten hawwe moat.'

'Goed dan, silst wol gelyk hawwe.' Hij treau de miggedoar iepen. 'No, no, sjoch ris watfoar ûnkrûd hjir oanwaaien komd is.'

Abbott makke him los út de omearming fan Karen. Doe't er seach wa't it wie, sprong er mei in freugdegjalp oerein. 'Wennesto hjir ek, Alfred?' Abbott moast lûd prate om himsels fersteanner te meitsjen boppe it geblaf fan de hûn.

Alfred seach breed laitsjend op syn jong broerke del. 'Ja jong, helendal.'

'Echt wier, Alfred?'

'Ja. Dit is fan mij. Ik wenje hjir mei myn frou. Karen is hjoed tafallich delkommen.'

Abbott seach him jongesachtich ferheard oan. Syn donkere wangen joegen syn blauwe eagen wat nuveraardich spoekachtichs. 'Do bedoelst, ik ha no noch in suster?'

'Ja, dat is sa.' Alfred draaide him om nei de hûn. 'Koest. Hearste? No!' Swalker wie fuort stil.

Abbott seach nei it hûs. 'Is sij dat?'

'Jawis.'

Ada rûn it hikje troch en op har ta. Se glimke. 'Hallo.' Abbott glimke ek, ferlegen. 'Hallo, suster.'

Alfred seach Abbott op en del oan. 'Hearken, jonge, wat bisto groeid.'

Abbott lake noch breder. 'Fynsto?'

'Jonge, do bist wol fjouwer tombreed langer wurden.'

'Ik hoopje fan wol. Want ik wol like lang wurde as dij.'

Ada tikke Alfred op de earm. 'En Gerda dan?'

Alfred syn donkere foarholle beloek even, en klearre doe wer op. Ja. Dêr't er lang lyn gekkichheid mei útheefd hie, doe't er net better wist, en dêr't Karen tsjin har heit oer sein hie fan 'Alfred hat even boppe op Gerda lein.' Hij sei wat ferlegen: 'Hallo, Gerda.'

'Hallo.'

'Hallo.' Gerda lake net echt. Se hie heel ljochtblauwe eagen lykas har twa broers, en in slank lichem. Se begûn krekt út te botsjen.

Ada stapte nei foaren. 'En ik bin Ada, dyn nije suster.'

'Hallo.' Gerda lake even fluch nei har.

Karen kaam oerein. Mei beide hannen spjelde se har hier wer fêst. 'Gerda, wat goed om dij wer te sjen.' It hier wer teplak, stiek se beide hannen nei foaren en pakte Gerda bij har beide hannen beet. 'No, jim sjogge der út as Indianen, jim beiden.'

Abbott lake syn brede jongeslaits. 'Moat ek. We hawwe hast in jier lang bij echte Indianen wenne.'

'Echte Indianen?'

'Ja. Oglala Sioux. Us lân lei pal nêst har reservaat.'

'Mar dan echte skalpearende Indianen?'

'Ja, mar dat dogge se no net mear,' sei Abbott.

Alfred sei suver húnjend: 'Dêr hat heit dus syn gelok mei prebearre te finen, om te libjen as in Indiaan.'

'Mar Alfred,' protestearde Abbott, 'it wie dêr prachtich. Gjin skoalle. En we koenen alle kanten út drave en hoegden noait om in stek te tinken.'

Karen wie sa gelokkich om har broerke en suster wer te sjen, dat se der suver fan stie te triljen. 'Te tinken dat myn lytse Abbott en Gerda bij wylden wenne hawwe en it oerlibbe hawwe.'

'Neenee,' rôp Abbott, 'dat sjochst helendal ferkeard. It wie machtich. Ik ha noch noait safolle wille yn myn libben hân. Der wie noait gefaar en ik ha dêr geweldige kammeraten hân.'

Karen woe him hieltyd oanreitsje. 'Jonge, wat bisto grut wurden.'

Ada lei de hân op Alfred syn earmtakke. 'Alfred, fynst net datst

dêrhinne moatst om jim heit hjir út te noegjen? Do moatst dyn eigen heit net oernachtsje litte bij in sleat lâns de dyk.'

'Nee, do hast leau ik gelyk.'

'En sis him dat we genôch iten hawwe as er neat op ienfâldige kost tsjin hat.'

'Goed.' Alfred seach nei Abbott en Gerda. 'Jimme twa kinne hjir wol bliuwe. Ik helje him allinne wol op.'

'Kom mar mei, jim twa,' sei Ada.

Alfred rûn mei grutte halen de dyk del. Hij frege him ôf wat er tsjin de âld man sizze moast. Wat mear as hij deroer neitocht, wat mear't er der wis fan wie dat syn heit it sa betocht hie. Hij moast fan ien heard hawwe wêr't syn âldste soan wenne. En op syn eigen slûchslimme manier hie er syn jongste bern derop útstjoerd foar wetter, yn de hoop dat syn âldste soan har kenne soe en har der sa ynnoegje soe foar jûnsiten en de nacht. Der wie in welle ûnder oan de heuvel, krekt tsjinoer it stek bij it skoalterrein, en hij hie likegoed Abbott en Gerda dêrhinne stjoere kinnen om wetter te heljen.

Hij stapte om de stoffige kapwein hinne en trof syn heit sittend op in kistke foar in knappend fjurke oan. Hij siet in maiskolfpiip te roken. Dat die er altyd mei de pipekop nei ûnderen. Alfred hie ferwachte dat syn heit de klean fan it middenwesten drage soe, mar dat wie net sa. Hij droech de plunje fan in spoardykarbeider, grize ingenieurspet, grize heale overal, griis boesgroen, en swiere skuon. Hij wie netsjes skeard.

Alfred stoarre del op syn heit. 'Soa, jo hawwe besletten om nei it goede lân werom te kommen, h'n?'

Heit Alfredson liet syn eagen stadich omheech gean. Hij droech net syn wenstige donkere bril. Syn ljochtgrize eagen wienen gefoelich foar ljocht en op heldere sinnige dagen beskerme hij se mei soarch. De jierren dat er de sân seeën besyld hie, hie er se hast bedoarn. De hoeken fan syn kreas bijknipte brune snor trillen. Alfred fiede wer de âlde trochkringende macht fan syn heit syn eagen. As de âldman woe, koe er mei syn wat grille eagen dwers troch jo hinne sjen. 'No, jo kinne mar better jo happen wer ynspanne en jo spul nei ús hiem bringe. Hjir, ik help wol even.'

Syn heit gong stean. Hij wie hast in foet lytser as syn soan, mar mei it brede blok fan syn boarst like er like sterk.

'M-m-mar wat sei de kok, soan?' Hij stammere soms.

'Ada seit, as jo neat op ienfâldige kost tsjin hawwe, dan kinne jim bij ús ite.'

'Abbott? Gerda?'

'Sille no al wol skjinskrobbe wêze.'

Syn heit bestudearre syn maiskolfpiip in skoftke. 'Goed, dan.' Hij

sloech syn piip út op syn hân en smiet de jiske yn it fjoer. Dêrnei skopte er modder oer it fjurke oant it besmoard wie. In lêste riiktriedsje krolle omheech bij syn gesicht lâns en ferdwûn. Hij rêde syn piip op.

De twa manlju heakken de hynders sûnder fierdere oerstallige omballingen oan de kapwein. It wienen lytse reade pinto's mei in brânmerk, in V, op de rjochterflank. Se hienen mei graachte fan it hege griene gers yn de sleat stien te fretten en wienen noartlich dat se wer oan it wurk moasten. Alfred joech it hynder nêst him in tikje op it skouder. 'Gjin noed, oer in pear minuten kinst farske hjouwer frette.'

Syn heit seach even nei de hjouwerfjilden westlik fan har, dêr't kreaze rigen nôtstûken stienen. Hij sei neat. Se kladderen beide op it fearjende foarkret. Syn heit pakte de linen en mende. In âldbewende stilte groeide der wer tusken har yn.

Sa'n tsien stappen fan de hiemshikke stoppen se. Se spanden de pinto's út en brochten se nei de skuorre. Alfred treau se ien foar ien de stâl fan Daise yn. De pinto's snúfden oan de frjemde omjouwing en woenen net, mar doe't Alfred elk fan beide in pear bosken hjouwer tasmiet, fergeaten se har skrutelens en stienen se al gau tefreden te kôgjen.

'As se genôch hân hawwe,' sei Alfred, 'litte wij se nei bûten gean bij de oare hynders, dat wol sizze, as Daise en Duke it goed fine. Dy binne min of mear de baas oer de nachtweide.'

'De p-p-pinto's fjochtsje net. Se binne kastreard.'

'Goed. Se ha der ferlet fan om even goed yn 'e moude te rôljen.' Syn heit seach de boel rêstich troch it gat: de goed ûnderhouden helters, de útmjukse stâlen.

'Ik sjoch dat George P-p-pullman in goede boer fan dij makke hat, soan.'

'Dat soe 'k hoopje.'

'Dat wie teminsten ien goed ding dat ik dien haw. Dij bij him útbesteegje.'

Alfred hold him stil. Se stapten de doar út en op it hûs oan. Syn heit rûn mei de kwiike swier fan in seeman op it dynjende dek fan in skip. Sa koe er Alfred syn langskonkige, wat waggeljende manier fan rinnen, stap foar stap bijhâlde. Hij like ek it kreaze hiem goed te karren. Doe foel syn each op it hinnehok. 'Wêrom is dat tichttimmere?'

'It sit grôtfol luzen en sykten. Ik brân it aanst op.'

'Do bist fan doel aanst ek te slachtsjen, tink?'

'Ja.'

'En wolst ek kowefleis en woarst rikje?'

'Tink fan wol.'

'Brûk it in jier lang as riikhok. Dan giet it ûngedierte der wol oan, foaral asto âlde sederhouten peallen as brânstof brûkst.'

Alfred woe dat er dêr earder oan tocht hie. Der in riikhok fan meitsje soe him de tiid besparje om in nijen te bouwen.

‘Meastal as de minsken rikje, dogge se dat net lang genôch.’

Alfred hold de doar foar syn heit iepen en tegearre kamen se it keukentsje yn. Hij seach ferheard om him hinne. Ada en Karen hienen it iten nei de wenkeamer ferpleatst op de grutte rûne ikehouten tafel. It keukentsje wie te lyts om mear as trije minsken plak te bieden.

‘No, heit, it liket krekt as tinkt der ien dat jo spesjale besite binne. Dit wurdt de earste kear dat wij dêr iten hawwe sille.’

Ada kaam mei in strieljend gesicht op har ta, begearich om de heit fan har man te moetsjen. Alfred knikte mei de holle nei syn heit. ‘No, dêr is er dan, frou. Myn âlde ferlerne heit.’

Ada naam syn heit syn brede koarte hân yn har beide kliene hannen. ‘No, heit, einliks.’ Syn hân wie troch de sinne fan Dakota brún ferbrând, dy fan har wienen rôze húsfrôuhannen. Se wie in hânbreed langer as har skoanheit.

Syn eagen feroaren yn gloeiende opaalstiennen. Syn snor trille. ‘Tankewol, dochter.’ Karen stie yn ’e doar nei de ytkeamer te gûlen. Har eagen liken op reindrippedsprinkele wetterpuollen. ‘Goeie, heit.’ Se die in stap nei foaren, begûn noch mear te gûlen, en foel har heit om de hals, dêrbij syn hân út dy fan Ada wringend. Karen wie ek langer as har heit. De âld man stie der stil en geduldich bij.

‘O, heit, wat hearlik dat heit wer thús is,’ skriemde Karen. ‘Wit styfmem wol dat heit werom is?’

‘Amper. We binne hjoed út Canton riden kommen. Bettie heart it aanst wol.’ Hij makke him sacht fan Karen los.

‘No, heit,’ sei Ada, ‘ik nim oan dat jim wol honger hawwe sille. Hjir is in handoek foar jo, en as jo jo wat opfrist hawwe, kinne we mei ús allen sitten gean. Wij mei ús trijen moatte noch it neigesetsje ite. En dat kinne wij ús wol oan tiid dwaan. En ek wat teedrinke om jo selskip te hâlden.’

‘Tee?’ glimke er. ‘Ha, dat is in traktaasje. Hearlik.’

‘Tee dy’t ik fan wat wylde bergamot makke ha dy’t ik fûn ha.’

‘Noch better. Foaral asto welwetter út Siouxlân brûkst. Jonge, wat haw ik dat lekkere wetter mist.’

Ada wiisde de plakken oan. Se pleatste Alfred oan it haad, mei syn heit tsjinoer him, dan Abbott en Gerda rjochts fan Alfred, en Karen en sijsels sieten oan de keukenskant. Abbot iet mei de honger fan in hurddraver. Gerda, dy’t gewoanlik wat yn it iten ompjukte, lykas har suster Karen, sloech it ditkear mei grutte happen nei binnen, wylst har heit mei wisse ôfmetten happen iet – hij hie leard om goed iten te wurdearjen foar wat it wie, en om it mûlfol nei mûlfol te genietsjen, al hoe’n honger oft er ek hie.

Doe’t elk klear wie mei iten en Ada foarlêzen hie út Jesaja, it earste

haadstik, “Jimme lân is in woestenij”, en Alfred in tankgebed útsprutsen hie, mei in passende tafoeging oer de weromkomst fan syn heit, skode iderien bij de tafel wei en gong achteroer sitten, mei in hearlik sêd gefoel. Alfred syn heit frege de frou fan it hûs om permisje om roke te meien en dy joech Ada him. Mei wat Corn Caketabak tusken tomme en wiisfinger stoppe er syn maispiip fol en stiek him doe oan, mei de kop nei ûnderen, lykas er wend wie.

Ada hie dêr niget oan. ‘Mei ik freegje wêrom’t jo mei de piip op ’e kop roke?’

Hij glimke ûnder syn snor. ‘Ik ha in hekel oan fergriemen. En de piip giet dan op dy manier net sa gau út. It hjitte fjoer brânt mei de trek omheech.’

‘Mar falt de jiske der dan net út, sadat der gatten yn jo klean brâne?’

‘Dat gefaar is der wol, mar ik rook meastal mei sin net boppe in kleed. Of in leech board.’

‘It is in fize oanwenst,’ sei Karen snibbich. Se sei der fluch achteroan: ‘Spyt mij, heit, mar dat is myn miening.’

Hij glimke mar wat. Alfred stoppe syn piip ek, mei Long Distancetabak. ‘No, heit, no’t jo werom binne, fertel ús ris hoe’t it dêr yn de woeste Dakota’s wie, en wat jim dêr dien hawwe, en hawwe jim ek gefaarlike aventoeren mei de readhûden belibbe?’

‘Ja,’ sei Ada der achteroan, ‘we ha safolle oer de woeste Dakota’s heard, hoe wie it dêr no krekt?’

Alfred syn heit sei bij de stâle fan syn piip lâns: ‘Frijwat rûch.’

Alfred wie teloarsteld. ‘Is dat no alles wat jo dêroer te sizzen hawwe?’

‘Soan, foar ien kear hat de Bibel gelyk. It is in woestenij. En boppedat, it is dêr noch gleoner as yn ’e hel.’

Abbott moast laitsje. ‘Fertel har wat heit in kear dien hat, heit, doe’t heit sjen woe hoe waarm oft it echt wie. Wat heit dien hat mei dat aai.’

Syn heit lake ek: ‘It wie op in dei om twa oere hinne sa gleon dat ik, om dy Fint Dêr Boppe sjen te litten dat Er de kontrôle kwyt wie, op ús trottoir in aai bakt haw. It naam even tiid, mar it waard bakt.’

‘Nee toch,’ sei Ada. ‘Echt wier?’

Hij sêgde neitinkend oan syn maispiip. ‘Ja. Ik hie der it mier oan ta te jaan dat it in misse set fan mij west hie om dêr hinne te gean. Ik hie der it mier oan it ús tawiisd stik lân op te jaan. Mar úteinlik moast ik wol. As jo yn josels begjinne te sjongen, is it tiid de tintepinnen út te lûken.’ Hij rikte nei syn glês wetter en naam in stadige genietsjende swolch. ‘Jim witte net hoe goed jim it hjir hawwe mei dat bêste drinkwetter.’ Hij fage linich in pear drippen fan de raffelige einen fan syn snor. ‘Der sit dêr alkaly yn it wetter. Mar om te oerlibjen moatte jo it wol drinke.’

Oant jo op 't lêst sa fol alkaly komme te sitten, dat je de prairiewolven bij de foarnamme begjinne te neamen.'

Se moasten allegear laitsje.

'It iennige grien dat ik dêr sjoen ha, wie it grien dat iksels meinommen hie. Yn myn bûse. It goede âlde dollarbiljet.'

Abbott sei: 'Fertel har oer wat ús kealtsje in kear dien hat, heit.'

'Ha. Doe't ús pink op in moarn ergens op sobje woe, seach er wat griens yn myn festjebûse en hij slikke it derút, biljet nei biljet, en ik draaide mij krekt op 'e tiid om om te sjen dat it lêste fan myn rôle bankbiljetten yn syn kiel ferdwûn.'

'Yn 'e goedichheid,' rôp Ada út, 'en doe wat?'

Hij glimke. 'We hienen doe krekt wat ferlet fan fleis.'

'Jo ha it keal doe slachte?'

Hij knikte. Abbott moast wer laitsje. 'It nuvere wie, doe't we de mage fan it keal iepensnijden, fûnen we de biljetten wer kreas oprôle werom.'

'O, toe no,' snúfde Alfred, 'dat is mij te stoef.'

'Nee, it is in feit.' Abbott foel hast fan syn stoel fan it laitsjen. 'De iendollarbiljetten earst, doe dy fan fiif, en dan dy fan tsien.'

Alfred hong op twa poaten fan syn stoel achteroer. 'No sitte jim gewoan te ligen.'

'Heit?' die Abbott in berop, noch altyd laitsjend.

Syn heit blaasde ferskeidene riikringen omheech. 'Krekt sa't in ko nei ferrin fan tiid stadichoan hier yn 'e mage oprôlet. Witt' jim, hier dat er fan in hynstesturt ôfbiten hat fanwege it sâlt dat dêr ynsit.'

Ada hie ek mei Abbott sitten te laitsjen, mar no begûn se sels ek te twiveljen. 'Mar dy fan ien bijelkoar, en dy fan fiif en tsien ek, presys yn dy folchoarder?'

Hij blies noch in riikring omheech. 'No ja, it keal hat se op dy manier opslikke.'

'Aha!' Alfred liet mei in klap syn stoel wer op fjouwer poaten falle. 'Ik snap jim no. Yn de mage fan it keal sieten dy fan ien oan de binnenkant en dy fan tsien oan de bûtenkant. Se sieten der oarsom oprôle yn fanwege de folchoarder fan binnenkommen.'

Se moasten allegear wer laitsje.

'Mar no even ernstich, heit,' sei Alfred. 'Wat ha jo werklik bedijd troch nei dy woeste Dakota's te gean? Doe't jo dêr weigongen, ha jo doe jo perseel ferkocht oan in oarenien?'

Syn heit kloppe de piip út yn de palm fan syn hân. 'Dat is it tryste part dêrfan.' Hij liet de jiske mei soarch falle yn de omsleine board fan de mouwe fan syn grize overall.

'Hoedatsa?'

‘De man dêr’t ik mei hannele, hat dat lân noait yn besit hân. Syn eigendomsbewiis wie falsk. De regearing is noch altyd de besitter. Om krekt te wêzen, de regearing hie de hele tiid al plannen om der in park fan te meitsjen. Se wolle it de “Badlands”, it Wyldlân, neame.’ Hij streake neitinkend oer syn brune snor. ‘Ja, alles wat ik dêr bedijd ha, wie wat kaktusplanten en in slim gefal fan diarree.’

Alfred seach him oer syn grutte noas oan: ‘Dat is alles wat jo sjen litte kinne foar dat hele jier?’

‘Ja. Behalve dat ik fansels noch de wein ha en de hynders.’

‘Hynders? Heit neamt dy dingen hynders?’

‘Tink net te licht oer dy Indiaanse ponnys. Se lûke miskien net like fûl as dyn grutte boerehynders, mar se binne ôfgryslke taai. Se hawwe gleon bloed. Se wurkje yn gleon waar dêr’t dyn hynders dea bij delfalle.’

‘Jo wolle mij toch net wiismeitsje dat jo de hynders wêrmei’t jo dêrhinne gongen binne, ruile ha foar dy dingen dêr yn ’e skuorre?’

‘Jawis doch ik dat.’

‘Mar it binne net mear as wylde hynders, heit.’

‘Namste mear reden dat se taai binne.’

‘Kaktus en diarree.’ Karen lake wat healwiis. ‘Wat in kombinaasje.’

Har heit besocht syn skonken bij de knibbels oer elkoar te slaan, mar dat slagge net sa goed. Syn skonken wienen te koart en grou. ‘No, Karen, om de wierheid te sizzen: der sit wol wat byt oan in kaktus. Bij need kin men de stikels derôf strike en der dan in tsjok sop fan meitsje.’

Abbott sei: ‘Heit ferjit noch wat oars.’

‘Wat bedoelst, jonge?’

‘Wit heit dat net mear? Dy revolver dy’t heit dêr yn ’e wein hat en hoe’t heit dêrmei leard hat te sjitten?’

‘Watte?’ rôp Alfred. ‘Hat heit leard te sjitten as in cowboy?’

Syn heit besocht in koart glimke te ferbergjen. ‘Moast wol. De Flying V Boys rieden faak oer myn stik lân en smieten dan in lasso om myn húske hinne. Ik ha se faak genôch warskôge om fuort te bliuwen. Mar op in dei hat ien fan dy jonges mij mei de lasso pakt en dat wie de drip. Ik sjoch net graach yn de loop fan in revolver. Soks makket jo eachweid ôfgryslk beheind, dat ik bin nei de stêd riden en ha mijsels in .45 Colt kocht en mijsels sjitten leard.’

Abbott sei: ‘Heit hat himsels oefene troch op miggen te sjitten bij de bargetrôge.’

‘Ha,’ sei Alfred, ‘ik wol wedzje dat dy trôge al gau op mear as ien plak lekte.’

Syn heit moast even laitsje. ‘Ik skeat op dy miggen as se boppe de râne út kamen.’

‘Dat is ek gewoan wer liigd.’

‘Nee,’ sei Abbott, ‘dat hat heit echt dien, net wier Gerda?’ Gerda knikte. Se bleau har broer mei skrutele eagen oansjen. Abbott sei: ‘Hij hat ienkear de knopen fan Gerda har blûze ôfsketten.’

‘Do bedoelst, wylst se him oan hie?’ rôp Karen ferbjustere. Meifielend sloech se de hannen oer har eigen pankoekplatte boarsten.

‘Fansels net,’ sei Abbott minachtsjend. ‘Dy hong oan de line.’

Ada hie in fraach: ‘Heit, jo seinen dat jo der wat kaktussen oan oerholden hienen. Betsjut dat dat jo in pear meinommen hawwe?’

‘Jawis, dochter. Ik ha in pear styklige eintsjes yn de wein lizzen.’

‘Soe ik in stekje dêrfan ha meie?’

‘Dochter, dat kin. En do setst him yn ’e grûn mei mar ientredde boppe de grûn út. Dan sjit er fansels woartel.’

Alfred feroare it ûnderwerp. ‘Wat binne jo plannen no, heit?’

‘B-b-bettie Mather opsykje en opnij begjinne.’ It stammerjen betsjutte dat er wer op in gevoelich plakje rekke wie.

‘En hoe yn de tuskentiid te libjen?’

‘B-b-billy Mather skreau dat er mij wol brûke koe om mear trottoirs te lizzen. En it spoar seit dat se mij oannimme sa gau’t ik mijsels sjen lit.’

Letter dy jûn, doe’t de skûtels himmele wienen en de jonge Alfredsons yn de kapwein al leinen te sliepen, sieten de folwoeksenen bûtendoar op de stoepe yn de koelte fan de jûn. Alfred syn heit hie net folle te melden. Hij rookte syn piip. Mar Karen wie o sa praatsk, en brocht har heit op ’e hichte fan al it lêste nijs.

Karen gong yn ’t bysûnder yn op it gefal fan Lennie Meadows, mei wa’t har heit wol wurke hie. Op in tsjustere jûn besleat Lennie op it ranzjearterrein yn Sioux City de koartste wei te nimmen en waard er oerriden troch in frachtwagon dy’t krekt loskeppele wie troch in ranzjearlokomotyf. Lennie hie dy blykber troch it lawaai fan de stêd om him hinne net oankommen heard op it spoar en wie oerriden.

Alfred sei: ‘Se moasten syn resten yn in wasktobbe bijinoar fandelje.’

‘Wat ferskriklik,’ sei Ada.

‘Ja,’ sei Alfred, ‘dat krijt men as men de koartste wei kiest.’

Syn heit naam de piip ûnder syn snor wei: ‘Ik freegje mij ôf hoevolle libbens rêden binne troch de langste wei te nimmen?’ Alfred seach him even wat frjemd oan, en sei neat.

Ada glimke nei har skoanheit. ‘Jo kinne der soms o sa nuver bijkomme, heit.’ Hij stoppe de piip mei noch wat Corn Cake, en striek in lúsjefer oan. It flamke gloeide yn it rustkleurige tsjuster oranje op. Hij hold him ûnder de kop oant er de tabak goed yn de brân hie.

‘Heit,’ sei Ada, ‘it wie net myn bedoeling om jo yn ferlegenheid te bringen.’

‘It wie wol in tapaslike opmerking, dochter. It is ien fan de dingen dêr’t ik oer neiprakkesear nachts, as ik net sliepe kin. Wêrom’t ik sa dwers bin.’

‘Is dat de reden dat jo net nei tsjerke geane?’ frege Ada har ôf.

Hij blaasde in rûntsje riik de skimer yn, dat bij it omheechgean in irisearjende kleur krige. Stadich waaiere it út en ferdwûn it. ‘Dochter, ik ha noait net sa’n tsjerkegonger west. Dat wie al sa doe’t ik yn it âlde lân noch in jonkje wie. Do wilst hoe’t dat is as bern. Je ha de minsken frij gau yn ’e rekken. Dat se har allegear moai foardogge. En dy’t dat it measte dogge, dat binne de dominys. Hoe kin ’t ek oars, as se hieltyd deselde preek herhelje moatte en prebearje moatte te bearen dat se it foar de earste kear sizze?’

‘Mar hoe kin men oait genôch krije fan it wurd fan de Heare?’

‘Dochter, myn erfaring is, as jo ien preek heard hawwe, dan ha jo se allegear heard.’ Hij sei it wat bitter. ‘Wat mijsels oangiet, ik kôgje net graach twa kear op myn koal.’

‘Wat fine jo dan fan de freugde fan de bruorskip dy’t men fielt mei de oare bern fan it Ferbûn?’

In lykmjittige rige toskten ferskynde ûnder syn brune snor. ‘Hyp-p-p-okriten. Like moaidwaanderich as dy skynhillige fint op ’e preekstoel.’

‘No ja, lit ús de oare bern fan it Ferbûn mar eefkes ferjitte,’ sei Ada, ‘en allinne oan jo en oan God tinke.’

‘Presys,’ snibbe er. ‘En ik bin net fan doel om mei te b-b-beteljen oan in ûnb-b-bidich gebou, in tsjerke, om yn te sitten mei God. Te djoer foar mij. Wylst God, boppedat, wierskynlik leaver yn in gebou sit dat er foar hims-s-sels boud hat, de natuer, en wylst ik feitlik leaver ûnder in waaibeam sit en myn piip rook en wat neitink oer de wûnders om mij hinne.’ Hij kloppe syn piip tsjin de sydkant fan syn skoech út. De jiske ferwaaide oer it paad. ‘It spyt mij dat ik wat útfoel, dochter, mar praat mij net fan dominys en tsjerken. Dêr moat ik neat fan ha. Ik ha leaver de rook fan gewoane b-b-bollestront ûnder myn eigen waaibeam as wat ik rûk yn in tsjerke. En ik sis dat ik, ek al b-b-bin ik sa rut as mar kin, noch altyd in minske bin. Ik bin oan reapsein, dat is wier. M-m-mar fiel mij goed.’ Hij gong oerein. ‘En no, as jim it mij tastean, is it tiid om op bêd.’ Hij lei de hân op syn búk. ‘Mar earst even in loopke nei jim húske. Om myn nije maat, de hear Jan Diarree, even tefreden te stellen.’ Hij drafke fuort en waard wei om de hoeke fan it hûs.

Stilte.

Op ’t lêst sei Karen: ‘Earme heit en syn lestige búk. Spitich dat de kaktus dy’t er meinommen hat de poeperij net stopje kin.’

‘No,’ sei Alfred, ‘hij hat it himsels oandien, dat is myn miening. Hij wist it altyd it bêste. Hij woe noait nei in oar harkje.’

Letter, doe't er nêst Ada lei, hie er muoite om te sliepen. Hij koe Karen boppe him omskaaïen hearre, wylst se har klear makke om op bêd. Der kaam gjin lûd út de kapwein bûten, dêr't syn heit him mei Abbott en Gerda foar de nacht weromlutsen hie.

Alfred hie wat in raar gefoel op it boarst. Hij frege him ôf oft syn hart it bejoech en fielde oan syn pols. Nee, syn hart like der fleurich op los te tikjen. It fielde gewoan wat ûngemaklik. 'No't heit werom is,' tocht er bij himsels, 'sille we sa no en dan wol even bij him lâns moatte. En Ada sjocht der wol op ta, mei har ferjaand kristlik ynboarst, dat we dat ek dogge.' Hij tocht ek noch: 'In goed ding dat ik der tsjin Ada noait ien kear op doeld ha wat ik hast mei Gerda dien hie. Dy kear dat ik boppe op har lizzen gong. Ik wie doe fansels noch mar in jonkje en wist net better.'

It wie krekt as hearde Ada it him yn har sliep tinken, want op dat stuit kuchte se wat en sei: 'Earme Gerda.'

Godskes, dy Ada, wat koe dy in man syn gedachten lêze.

'En dy earne heit, dy't syn haksinen tsjin de priekels slacht.'

Alfred tocht: 'Niks gjin earne heit.' It idee dat Ada begrutsjen mei syn heit hie, makke him sa lilck dat er syn skonken rjochtút trape.

'Alfred?' Troch it lytse keammerke klonk Ada har stim waarm en tichtbij. Hij tilde ien knibbel op. It lekken sakke noch fierder ôf. 'H'n?'

'Ik kin ek net sliepe bij it tinken oan jim famylje. En hoe frjemd it wie om har einliks te treffen. En hoe't se mij ferrasten.'

'Ferrasten?'

'Ja. Se bliken heel wat better te wêzen as datsto kwyd woest.'

'Better? Hoe kinsto soks no sizze?'

Ada draaide de holle nei him ta: 'O, Alfred.'

'No, hjir komt myn âlde hear ûnder it hier as in behierre wolf út 'e wyldernis, en fergemy, do hast suver mear omtinken foar him as foar mij.'

'Alfred, is dat net de wei fan de Heare? Om jo mear soargen te meitsjen om dat iene skiep dat ferlern wie, as om de njoggenennjoggentich dy't feilich yn de skieppekoai sitte?'

'Mits dat iene skiep gjin âlde geit is.'

'Alfred toch, jim heit is net in âld geit. Ik mei him wol lije.'

'Ha. Hast noait ris neitocht dat heit miskien wol gelyk hat dat de oare njoggenennjoggentich skynhilligen binne?'

'Dat haw ik dien. Mar dy njoggenennjoggentich ha yn de boezem fan de tsjerke in bettere kâns om yn 'e himel te kommen as dêrbûten.'

Alfred krúste de skonken. Syn hûd jokke oeral. 'Ik wit dat ik respekt toane moat foar heit, en sa, mar ik sis dij, Ada, no't ik him hjoed sjoen ha, moat ik noch altyd tinke dat er de ferkearde wei ynslein is. En dêr kin ik net bêst respekt foar ha.'

‘Hâldst dan net fan jim heit, Alfred?’

‘Jawis wol. Mar ik sjoch lykswoles wol dat er ferkearde dingen docht.’

‘Kom no, Alfred. Jim eigen heit?’

De oare deis ried syn heit nei brea-iten fuort nei Bonnie ta om wer te begjinnen mei syn twadde frou, Bettie.

Alfred ❁ 15

Dat earste jier hie Alfred in goede opbringst. De hjouwer levere fjirtich bushels de acre op, sadat er de nôtskuorre folloegje koe en foar in goede priis tolvehûndert bushels ferkeapje koe oan de Farmer’s Grain Elevator yn Bonnie. Sadwaande deponearre er in sjek fan \$532,00 yn de bank fan Chauncey. Boppedat koe er trije kear alfalfahea ûngetiidzje en it allegear yn syn heaberch bringe.

Mar it bêste wie de maisopbringst. Doe’t er begjin novimber sawat heal klear wie mei it mais fan it lân te heljen, seach er dat it wol in goed fyftich bushel de acre wurde soe. Alles bijelkoar soe it wierskynlik trijetûzen bushels wurde. De bêste kwaliteit mais brocht dy hjerst fyftich sint de bushel op. De helte fan de maisopbringst soe de hier opbringe fan dat jier, twafyfde fan alles wat er rispe, plus fjouwer dollar de acre foar it weidzjen en it healân. Wat oerbleau koenen Ada en hij sels hâlde. Se soenen foar it ein fan it earste jier al in aardige slach meitsje kinne.

‘No kin myn goede frou it der even noflik fan nimme mei de jonge en dan sil alles binnenhelle wêze.’ Alfred frege him ôf oft har soan te wrâld komme soe lykas in kealtsje. Mei in ko wie it krekt as seagen jo hoe’t in tsjokke pompoen út de hals fan in jutesek skodde waard. It fleis fan in frou moast wol heel rekber wêze.

It wie hast trije oere op in waarme dei yn novimber. Alfred hie noch in pear roeden te gean foar it ein fan it stik lân. De leechsteande sinne skynde him lyk yn it gesicht. Hij moast de pet oer de eagen lûke om der wis fan te wêzen dat er gjin maiskolven miste, foaral de hjir en dêr ôffallen kolven. De spinnen wienen ferfelend. Hij moast no en dan hjersttriedden fan syn gesicht feie. Dy jokken sa. It hie dy deis waarm genôch west om it bytsje froast dat der west hie út de grûn te lûken en de swarte modder kleefde in skoftke oan de weintsjillen, dêr’t dan wer it foksesturtgers oan plakte as dy modder tsjokker waard. Letter droege de modder wat, en dan blêdere dy stadichoan wer los en wienen de izeren hoepen wer skjîn.

No en dan eage er even de oanbuorjende fjilden oer. Frank Murray wie syn hege fjirtich oan it rispjen. De Horsbergen wienen mei trije

weinen dwaande op har lege sechtich. Weatherly wie allinne op syn weagjend stik lân.

Alfred hie noch mar ien roede te gean, doe't Frank Murray oare kant it stek ynienen op syn hynders begûn te flokken. It wie in hoare dei en Alfred koe him dúdlik hearre. 'Ho dêre. Stop, jim smoarge kringen. Ho! O, Jezus Kristus, no moat ik in myl rinne om ien kolf nei myn eigen wein te sjouwen. Ho! Bij God, ik sil jim leare. Tebek of ik huf jim oan smots, fan foaren en fan achteren, spuie jim of skite jim. Tebek! Tebek, jim brune rotsakken. O, Kristus, net dy kant út. O God, ik hâld dermei op. Ja, dat doch ik. Ja, ik doch it. It hat gjin sin mear, ferdomme. Toe dan, jim stomme weakskitters. Foarút. Hup. Bij God, ik sil jim. Hup. Hup. Ha, jim binne wekker? O ja, echt? No dan, no, ho, ho! Jezus Kristus, dat is te fier. No moat ik wer in myl drave om ien kolf nei myn eigen wein te sjouwen. Ik hâld dermei op. Ja, dat doch ik. Dat doch ik.'

Alfred glimke doe't er dêr stokstiif nei te harkjen stie. Doe, beseffend dat er mais oan it ynheljen wie en gjin toanielfoarstelling bij stie te wenjen, gong er wer oan it wurk. Doe't er oan 'e ein bij it stikeltrie oankaam, loek er de linkerwant út en moast er even wetterje. Hij wie grutsk op syn wetterfal. Dy makke in moai rûzjend lûd yn it foksesturtgers. Hij wie ek grutsk op syn apparaat. Sels slop wie it in lange bleke jirpel mei ien inkelde pit oan 'e ein. Doe't er klear wie, skodde er him even om de lêste pear drippen kwyt te reitsjen, wêrbij't ien fan de drippen lâns syn noas omheech fleach en krekt it sinneljocht heinde, sadat it even like as fleach in glimwjirm foarbij. De drip miste de klep fan syn pet en makke in bôge oer in yn twaen brutsen maisstâle. Mei in beweging fan syn achterwurk loek er syn apparaat werom yn syn overal.

'No even in hap droech fleis en in swolch tee.'

Hij pakte syn middeisiten út de kiste mei ark yn de achterbak fan de wein, dy't er foar de grap syn juwieledoaze neamde, en klom op de wein sels om op de mais te sitten. De wein wie sawat healfol; der lei in skean oprinnende bult gouden kolven nei de hege stjitplanke ta. Hij kôge mei smaak op syn broggen.

Alfred seach even nei de finne om te sjen oft it nije blierkoprier Belle, dat er yn july kocht hie, wol opsjitte koe mei Trije-oer. Ja, dat die se. Se weiden tegearre bij de dyk dêr't it gers noch altyd djipgrien fan kleur wie. Fûgels folgen de twa kij, en fongen de lêste grouwe miggen fan it seizoen út de loft. De miggen wienen sleau fanwege de kjeld yn de loft en de fûgels fongen se fuort bij de earste kear lânsfleanen. In heale myl nei it súdwesten stode in plom stof de Curvy Road del. Dat moast de post wêze, Slim Lehr, op it lêste stik fan syn rûte. Mei it lêste bytsje tee spiede Alfred de krommels tusken syn tosken wei en sette doe it teekantsje oan 'e kant.

Hij leunde achteroer op it bulterige mais. De loft wie sa blau dat der gouden plakken yn sieten. De lucht wie sa koel en swiet as sider dy't noch gestje moast. Yn ien opsicht wie it spitich dat Ada sa fier hinne wie, want no woe se him net syn rjochten as man gunne. Woe der net ienris oer neitinke. 'No, alles wat ik derfan sizze kin, is dat yn de Bibel Koaning Salomo gelok hie dat se him tastienen om tûzen froulju te hawwen.'

Wat soe it toch lekker wêze. Foaral no, no't it sa myld en sleau wie en it mais nei waarme sjerp roek. Ja, wat soe it noflik wêze om noch in kear mei Ada te wippen. Hij seach in kolf mei de measte blêden der noch omhinne. Hij strûpte de blêden fan de hierrige punt ôf nei ûnderen en briek se fan de stâl. De kolf kaam glânzgjend te foarskyn, sa'n tsien tomme lang, goed twa tomme dik en paste goed yn syn hannen. Mais wie dat jier poerbêst, mei kreaze rjochte rigels kerrels. Hij fûn in reade kolf, ek mei noch wat blêd dêromhinne, noch wat tsjokker as de oare. Dy makke er ek skjin, mei ynbegryp fan de hierren oan de punt, en hantearre him as wie it in deel fan himsels, in âldbewende priveehanneling. Hij liet him út de hannen falle.

In warreljend maisblêd trof syn each, sa'n tsien rigen fierderop yn it noch net ynhelle mais. It wie nuver dat in blêd sa omwarrele as in boartersguodwynwizerke. En foaral no't it wynstil wie.

Hij kniep de eagen healticht. Stoarre der skerp nei.

Jawis, dêr stie er. Hij stie mûsstil. Sawol syn facht as de droege maisblêden om him hinne hienen de kleur fan licht ferware hout. In panter. In echte libbene panter. It puntsje fan syn sturt swypke wat hinne en wer en dat hie it swaaien feroarsake dat him opfallen wie. De goudene eagen fan de panter yn syn grutte fjouwerkante kop gloeiden op yn it fansiden kommend sinneljocht en liken mear op blinkende holten as op eagen.

Doe fernamen Duke en Dan it gefaar. Har earen begûnen fan foaren nei achteren te skokken en har noasters trillen as kacheldimpers.

In 'painter', sa't syn heit it útspriek. Of in 'cougar', sa't Chauncey se neamde. Mar hjirre? Op syn pleats? De pelsjager Bill Steyne hie der wolris oer praten dat er yn it ferline bij de rivierlannen panthers sjoen hie, mar de lêste tiid net. Dit wie gjin wyldernis mear. Hjir wienen gjin reeën mear. Eangst skeat as in stek reuma troch him hinne. It swit briek him út oer syn wangen en noas. Hij tocht: 'Net bewege. Net ienris mei dyn eagen knipperje.'

Duke en Dan prebearren bij de blynkpen lâns te sjen en loeken de bek skeef tsjin de linen oan, dy't om in knop wuolle wienen op it foarkret.

'Jezus, ik bin in bangeskiter.'

Hij fielde de punten fan de maiskolven yn syn liif stekken. In sigentsje streakje bij him lâns fan de kant dêr't de panter stie. Dêrnei rissele it yn de blêden krekt achter de hynders. En doe yn de swarte moannen fan de hynders. Se snúfden ynienen ferheftich, kniepen de sturt stiif tsjin de kûnt, en spatten fuort op 'e rin, de swiere wein muoisum achter har oan skuorrend. It gong stadichoan flugger en nei rjochts ôfwikend, bij de panter wei en ek it stikeltried mijend. Alfred ferlear it lykwicht en foel sydlings tsjin de maiskolvebult oan. 'Ho!' Hij klaude om oerein te kommen. De bulte ûnder him begûn del te rûgeljen en hij glied nei de achterkant fan de laadbak en stjitte de holle tsjin de kearplanke. Dêr lei er, de fuotten heger as de holle. Syn pet foel ôf.

'Godskes.'

Mei in soad ynspanning kladdere er oerein tsjin de hieltyd tanimmende gong fan de wein yn. Op it lêst slagge it him om himsels nei foaren te smiten. De tsjillen sprongen dwers oer de bulterige fuorgen hinne en de wein skodde sa bot, dat er mar mei muoite de linen fan de knop oan de foarein loswuolje koe. Lang om let wienen de linen los en mei de hannen om twa dêrfan hinne skuorde er sa fûl oan, dat de hynders stegeren, mei de foarpoaten heech de loft yn. 'Ho!' Hij raasde sa lûd as er koe. Syn geâl wie wol sa lûd dat de hynders ynienen stokstiif stilstean bleauwen.

Alfred seach achterom. Ut in eachhoeke wei seach er de grutte kat oer de triedden ljeppen en weiwurden yn it maisfjild fan Frank Murray. 'Hoe bestiet it.' Syn siken fluiten troch syn noas. 'Jonge noch ta.' Hij seach even wêr't Frank Murray mei syn span hynders en de wein stie. Hoeden op syn lading steand koe er krekt de grize râne fan Frank syn stjitplanke de oare kant útgean sjen. As dy kat deselde roede lân delrûn, soe er suver binnen in minút Frank oer it mad komme.

'Frank is te fier fuort om him beraze te kinnen. Lit ús mar hoopje dat dy grutte kat nei it suden giet en bij de beek lâns nêst Curvy Road. Op dy manier komt er ûnder bij de rivierlannen telâne.'

Alfred hold de hynders strak ûnder kontrôle. Hij fielde har swier hymjen troch de leien hinne. 'Wat frjemd dat dy grutte kat hjir op it boerelân bedarre is. Hij moat hjirhinne wat folge hawwe. Miskien in stel waskbearen.' Sûntsjesoan waarden de hynders ûnder syn fêste hân wer rêstich. 'Doe't heit hjir op in perseel wurke, sei er dat er soms bij de rivier aldernuverste dingen seach. Soms kaam er har oer 't mad en dêr wienen se dan. Prairiewolven. Wolven. Ien kear sels yn de goede âlde tiid in grizzly dêr ûnder Lakewood. Heit plichte te sizzen dat de jongerein net de iennigen wienen dy't in nachtlippen hienen.'

Hij harke oft Frank Murray syn hynders faaks de kat roeken. Mar doe't er nei in skoftke gjin reboelje út dy hoeke wei hearde, besleat er dat de kat yndie de kant fan Curvy Road útgongen wie. Hij suchte in

pear kear heel djip om himsels wer de baas te wurden. ‘No, ik kin mar better wer oan it wurk gean. Duke, Dan, fort.’ Hij makke de draai ôf dy’t de hynders makke hienen en stjoerde se de folgjende twa rigen del, sadwaande weromgeand oan de oare kant fan it steande mais. De linen bûn er oan de knop foare fêst, mei krekt de goede spanning. Hij stapte op de grûn, riek himsels út, stiek de hân wer yn syn linkerwant, en begûn wer te plôkjen. Fêstgripe, omknikke, oanlûke, bang.

‘Better niks tsjin Ada sizze. We wolle net dat se in omflapper krijt.’

Dy nachts op bêd, yn it tsjuster, pakte Ada ynienen syn hân beet en lei dy op har opswolde búk. ‘Fiel ris, Alfred, gau.’

Der wie yndie heel wat drokte geande yn har búk.

‘Wat in aardichheid, net?’ flústere Ada mei in stim fol leafde. ‘Hij is hjoed sa warber. Hearken, ik moast hjoed ferskeidene kearen sitten gean, sa oerdwealsk die er.’

‘Krekt as fjochtsjende katten dêrbinnenyn.’

‘Ik tink dat it in hurddraver wurdt, sa trapet er mei syn skonken.’

‘Wat lit dij tinke dat it in hij wurdt?’

‘Omdat er sa warber is. Mem seit dat Joan en iksels frij rêstich wienen. Mar dat John en Sherman droktemakkers wienen yn har búk.’

Alfred koe de baby ûnder syn hân dúdlik wrakseljien fiele. ‘Mar goed dan dat it in hurddraver wurdt, sast seist, nei wat ik hjoed sjoen ha.’ Hij biet te let op syn lippen. No soe Ada net rêste foardat hij it har ferteld hie. Tefolle fan wat er sjoen hie, hie yn syn stim te hearren west.

‘Wat wie dat?’

‘Och ... niks ju.’

‘Fertel it mij.’

‘No, it hat grif neat te betsjutten. It ding wie gewoan ferdwaald. Hij sil no wol ergens yn de rivierlannen wêze.’

Har búkspieren fêrstiven ûnder syn hân. ‘Wêr hast it oer, Alfred?’ Hij fertelde wat er sjoen hie.

‘In liuw? Dêre?’

‘Ja, ik seach him dúdlik. Mar ik tink dat er like bang fan mij wie as ik fan him.’

Ada har sykheljen stûke even. ‘Mar sil er ek bang wêze fan lytse babys?’

‘Ferdikke, ik hie it net neame moatten. Ik ek mei myn grutte mûle.’ Ada sei neat.

‘Gjin noed, leave. Der hat hjir yn gjin jierren in grutte kat west.’ Hij sloech de earm om Ada hinne. ‘En trouwens, se meie gjin minskefleis. Smakket tefolle nei har eigen.’

Ada * 16

Ada kocht in kristlike skuorkalinder, ien bledsje foar elke dei mei op elk bledsje in tekst út de Skrift mei in koarte meditaasje. Se liezen elke moarn bij it brea-iten in bledsje yn pleats fan it wenstige haadstik út de Bibel. Elk blêd soe in soarte fan deistich manna wêze kinne. De kalinder hong oan in spikerke oan de muorre boppe de tafel, dêr't se maklik bij koenen.

Op de moarn dat Ada it fyfde blêd ôfskuorde, waaide der in ôfgryslke sniestoarm bûtendoar. Dy wie dy nachts út it noarden wei begûn. Fansels moast mem Engleking derbij wêze as har earste beppesizzer te wrâld kaam. Se wie de wyks dêrfoar mei de trein kommen, omdat se der wis fan wie dat it jonkje op har jierdei geboaren wurde soe, de fyfde jannewaris. Ada hie de hoop al opjûn dat it bern op har eigen jierdei te wrâld komme soe, de tredde. Mar sa't se har dy moarns fiede, wie se der wis fan dat it ek net op de fyfde komme soe.

Ada lies de tekst earst: 'De earste kaam derút, rodzich, helendal ûnder it hier, suver in mantel gelyk en se neamden him Ezau. Dêrnei kaam syn broer derút en dy hâlde mei de hân de hakke fan Ezau fêst en se neamden him Jakob. Doe't de jonges grutter waarden, waard Ezau in man, betûft yn it jeien, in echte fjildman, mar Jakob wie in húslik man, dy't yn tinten tahâlde. No hâlde Izaäk meast fan Ezau, want it wylde smakke him tige. Rebekkah lykwols hâlde mear fan Jakob.'

Ada wie even stil foardat se de meditaasje lies. Se mocht graach earst sels har eigen gedachten foarmje oer in tekst, foardat se hearde wat in oar deroer te sizzen hawwe koe. Oan de oare kant fan de tafel suchte har mem djip, wylst sij mei har oerfloedich fleizich lichem ek neitocht oer wat se krekt foarlêzen heard hie. Alfred siet stil mei de holle achteroer en de eagen ticht.

Nei in skoftke lies Ada de meditaasje. 'Yn Syn ûneinige wiisheid hat God besletten dat der op dit momint yn de skiednis mear as ien bern ûntsprute soe út it sie fan Abraham en Izaäk: ien om de wei fan de heidens te kiezen, dy't de natuer oanbeaen, de oare dy't de wei keas fan it bern fan it Ferbûn, dy't God oanbea.' Ada fûn de meditaasje wat neatsizzend, ferlike mei de libbene tekst fan Gods wurd. 'God hie yn Syn ûneinige wiisheid wat yn it sin, doe't Er it sa beskikte yn dy âlde tiid. We sjogge hjoed de dei oan de iene kant de spotter en man fan de wrâld, en oan de oare kant de fromme kristen en man fan God.' Doe't se klear wie mompele Ada, mear bij harsels as tsjin de oaren: 'Frjemd, dat we krekt hjoed dit stik lêze.'

Alfred glimke nei Ada. 'Miskien krije we twillingen. In feintsje foar mij en in faam foar dij.'

‘Twillingen? O nee.’

Har mem sei: ‘As it sa stoarmet kin dat mar ien ding betsjutte. It bern wurdt in grut man.’

‘Pah!’ sei Alfred, ‘as it bern hjoed mei sa’n stoarm komt, kin dat mar ien ding betsjutte: dat it in ferdeald lestige put wurdt om de dokter út de stêd te heljen.’

‘Spitich dat we gjin telefoan hawwe,’ sei Ada.

Har mem die de hannen op har grouwe skoat gear. ‘Bid God mar dat as de jonge komt, dat er dan net mei in folslein gebyt komt. Dat soarte beteart altyd min. Wjerwolven.’

Alfred fearre oerein. ‘In folslein gebyt, frommes? Wat wolle jo dêrmei sizze – myn frou bang meitsje?’

Syn skoanmem sloech de eagen nei de solder omheech mei in air fan better witten. ‘Ik wit fan in wier gefal.’

‘Is it oait bij ien fan jim kunde gebeurd?’

‘Nee, fansels net.’

‘No, it is seker om de deale net gebeurd bij ien fan myn kunde, dat wat praat is mij dat no.’

Ada sei: ‘Ik woe dat ik in skoftke ferpleechster west hie yn in dokterspratyk. Dan hie ik witten hoe’t soks giet.’

‘Do hiest derbij wêze moatten doe’t ús nije blierkoprier, Belle, fan ’t hjerst har earste keal smiet.’

Syn skoanmem snúfde: ‘No, as it lykwols in famke blykt te wêzen, is dat yn elk gefal ien treast.’

Ada woe dat har mem har stilhold. It hie har mem altyd wakker yn it krop stike dat har man, har skoansoan, en har skoansoan syn heit, allegear Alfred hjitten, en dat it bern, as it in jonkje wie, wierskynlik nei de manlju neamd wurde soe. Wat harsels oanbelange, wie Ada al mei it feit fersoene dat de jonge Alfred Alfredson VII neamd wurde soe.

De kacheldimper wappere. Twa kear sloech de wyn mei boarstend geweld yn de koarte swarte kachelspiip, sadat de riik weromblaasd waard en bij de kachelslidden lâns de keamer yn pofte. Der hong in rook fan brânende maiskolven yn it behindige keukentsje.

‘No dan,’ sei Alfred, en hij die de hannen gear, ‘lit ús tanksizze. Ik moat mar wat hea ophelje foar it gefal dat dy stoarm in pear dagen oanhâldt.’ Doe’t er klear wie, loek er syn reade gasplearzens oan, sette syn blauwe wintermûtse op en die syn swart-blauwe hokkerige duffelse jas oan. ‘Om tsien oere hinne kom ik foar in kop kofje,’ ûnthiet er en ferdwûn yn de stoarm.

Skoanmem wosk ôf. Doe’t se de teedoek ophong, hie se noch wat te sizzen. ‘Dyn man doarst wol, om dij sa te ferlykjen mei syn nije blierkoprier.’

Ada wie in stel brûkte ruften oan it besjen dy't har mem meinommen hie. It wienen dy fan har broer Sherman. 'No mem, it is wier: ik hie wat leare kinnen troch te sjen hoe't dat keal te wrâld kaam.'

'En hij hat ek net folle respekt foar de mem fan syn frou en wat sij faaks wit fan bernkrijen, wylst sij toch de pine ûndergien hat fan fiif kear bernkrijen.'

Ada fûn in helendal fersliten ruft en lei it oan de kant. 'God syn dieren lykje net folle te lijen, en miskien is dat teminsten wat dat wij fan har leare kinne.'

'Dochter, wij wurde achte te lijen. Want wij binne sûndige minsken. Wylst de dieren net better witte.'

'Mar is it dan net natuerlik om bern te krijen?'

'God hat bepaald dat wij har yn smert krije moatte.'

Ada streake har swiere liif. 'Lit ús nei de oare keamer gean, mem, as jo hjir klear binne.'

'Earst noch wat kolven yn de kachel.'

De twa froulju sieten ticht tsjin de nikkelen fulkachel oan. Har gesichten waarmen stadichoan op yn de gleonte dy't er útstriele. As de wyn oan de skoarstien sûgde, liken de brânende koallen yn de kachel eventsjes op in bultse sinesappeltsjes. De lytse mikarútsjes tikken en krompen en setten wer út. Har mem siet heal nei it súdrút ta keard, om sa bij it breidzjen sjen te kinnen. Se makke in broekruft fan blauwollen jern. Ada siet tsjinoer har en stoppe in pear swiere wurksokken foar Alfred, en brûkte dêrbij sterk winkeljern foar de gatten.

'Ien ding wie wol noflik, om al dy moannen yn ferwachting te wêzen,' sei Ada.

'Wat mei dat yn 'e goedichheid dan wol wêze?'

'It is sa'n ferromming om net elke moanne dat moanneferbân brûke te hoege.'

Har mem skodholle bestraffend. 'No klagesto oer God syn hantwurk. Do witst dat Hij dy flok oan de frou oplein hat om har deroan te herinnerjen dat se yn sûnde geboaren is en dat se yn sûnde bern krijt.'

'Ik leau net dat God dat as in flok bedoeld hat.'

'Net?'

'Nee. God is ek in god fan leafde en Hij kin it net de hele tiid min mei ús foarhân hawwe.'

'O. As God in frou wie yn pleats fan in man, dan is dat miskien sa. Mar salang't Er in man is, kinst derfan op oan dat Er wat op ús tsjin hat.'

'Mem! No is it mem sels dy't oer God klaget.'

It lytse húske stie stevich yn de stoarm. Allinne de ruten kreaken wat. Soms gûlden de twa skoarstiennen as de fluiten fan elektrise sintrales.

Ada kipe troch it rûntsje op it rût dat noch net ûnder de iisblommen siet. De stoarm wie slimmer wurden en se koe it stekje bij de dyk net mear sjen. 'Ik hoopje mar dat Alfred de wei nei hûs weromfine kin. It soe ferskrlik wêze as er op syn eigen hiem ferdwaalde.'

Har mem har nullen klikten. 'Fielst neat? Gjin krampen?'

'Noch net. It fielt krekt as wurd ik stadich yn twaen splitst, mear net.'

Har mem skodholle. 'Ik wit net wat ik dêrop sizze moat.'

'Ik bin net bang. It is Gods wil, wat der ek gebeurt. Ik bin der klear foar om te dwaan wat Er fan mij freget.'

'Miskien soest de dokter no toch mar helje moatte, en him bij de hân hawwe om mar wis te wêzen.'

'Och mem, we kinne de dokter soks net freegje. Stel, it bern beslút om in wike lang noch net te kommen? Yn in wike kinne in soad minsken siik wurde.'

'Hmm.'

Der wie geroft bij de keukensdoar en even letter stampte Alfred nei binnen. Hij siet ûnder de snie. Syn gesicht wie tekene mei in lilck blau, as wie er poerlik op it idee fan de stoarm. Hij skodde himsels even goed út, sadat moalachtige snie yn 'e rûnte fleach, krekt sa't in hierige hûn nei it swimmen wetterdruppen ôfskoddet. Hij sette de wintermûtse ôf en sloech der ferskeidene kearen mei op de knibbel. 'Allemachtich, leave, wat in ûnmooglik waar. Ik wit net wat Satan hjoed mei ús fan plan is, mar wat it ek is, it is net folle goeds.'

Syn skoanmem prottele bij harsels: 'As Satan ferantwurdlik wie foar dizze stoarm, dan kinst der wis fan wêze dat it no gleone jiske snijde en gjin snieflokken.'

Ada glimke nei him. 'Do bist feilich wer yn 'e hûs kommen.'

'Jawis. Bij it nei bûten gean haw ik dyn line fan de stoepedoar nei de skuorre knoopt.' Hij loek de duffelse jas út, en doe syn gasplearzens. Nei de kachel sjend, sei er: 'Goed dat der noch wat kofje oer is.'

Ada seach dat er út de tute drinke soe. 'Pak in skjîn kopke, Alfred. En it is net goed foar dyn mage om it swart te drinken. Doch der even wat rjemme bij en sûker en kom hjir bij ús sitten.'

Hij geat himsels de kofje yn, mei rjemme en sûker. 'Ik woe datst in donut hiest.'

'Dy lizze op har fêste plak.'

Alfred gong bij har sitten en sette de fuotten op de nikkelen stange. Boppe harren jankte de skoarstien. 'Ik ha no genôch hea foar twa dagen. It iennige dêr't ik mij no soargen oer meitsje is de hinnen. It fiede aardich kâld oan doe't ik dêr in pear minuten lyn even seach.' Hij naam in swolchje kofje en biet doe hongerich yn de donut. 'Mar goed

dat ik dy brander dêr ynstalleard ha doe't ik fan 't hjerst ús woarst en fleis dêr rikke.'

Ada koe it mar amper ferneare om him dêr iten te sjen. Alfred sette syn kopke del. 'Krimmenikus, ik kom no pas wer op azem. Dêr yn dy wyn is it krekt as leit der in hân oer dyn mûle. Om dij te smoaren.'

Syn skoanmem hold it broekruft omheech om te sjen hoefier't se kommen wie. 'Ada, wat tinkst, is it no grut genôch?'

'Ik tink fan wol.'

Yn 'e keuken knapte getten izer. Alfred liet de fuotten op de flier falle. It kopke rattele yn it pantsje. 'De kachel dêr kuollet ôf. Ik wist dat ik him fulle moatten hie doe't ik dêr wie.' Hij rûn hastich nei de keuken.

De mem sei: 'Of sil ik him noch wat grutter meitsje?'

Ada tocht nei. 'Miskien better fan wol. Broekjeruften krimpe altyd wat. En as it toch te grut is, kinne wij it altyd noch ien of twa kear ynnimme.'

Har mem knikte. 'Ik sil him gau ôfbreidzje en dan de jirpels skile.'

Alfred gong werom nei syn stoel. 'Wit' jim, ik soe hjir sa sliepe kinne.'

'Wêrom dochst dat dan net?' sei Ada. 'Gean dêr mar op de bank lizzen. Moatst miskien de hele nacht wakker bliuwe om de dokter te heljen.'

Alfred streake oer syn read gesicht. 'Wit' jim, miskien doch ik dat wol. Meitsje mij mar wakker as de jirpels gear binne.'

Syn skoanmem frege: 'Leit de bulte kolven bûten handich tichtbij?'

'Ik wist dat ik wat fergetten wie.' Alfred koe noch glimkje nei Ada. 'Dit is ús earste sniestoarm tegearre en we ha noch net folle ûnderfining.' Hij gong oerein om de ekstra brânstof te heljen.

Ada waard kjel. 'Do ferdwaaltst no toch net foar in pear kolven?'

'Ik helje in stik as wat fan de nije bulte. De waskline dy't ik nei de skuorre spand ha, giet der deun bijlâns.' Hij loek syn swiere klean wer oan en gong nei bûten.

Ut har stoel wei, en troch it iepen rûntsje yn it súdlike rû, seach Ada him de koer opkrijen. In pear stappen en hij waard wei yn de stowende snie. 'En dat allegear foar in pear maiskolven,' mompele se.

Har mem breide mei ûnbarmhartige fingers troch. 'De baby moat op in waarm plak geboaren wurde. Sels it Kristusbern hie in waarme krêbe.'

Alfred kaam net direkt werom. Der gong in healoare foarbij. Doe in oere. Ada gong oerein en begûn swier om de fulkachel hinne te trêdzjen. 'Wêr kin dy man toch bedarre wêze?'

Har mem makke it broekruft ôf. Se helle in tobke, die der in stealtsje jirpels en in flut wetter yn en gong bij de kachel sitten om se te skilen.

‘Hij moat dêr wat oars fûn hawwe dat net ynoarder wie.’

‘Gean sitten, bern.’

Om presys tolf oere seach Ada him ynienen út de snie opdaagjen kommen. Hij droech net allinne in kuorfol kolven, mar hie ek ferskeidene jutesekken mei kolven oer it skouder smiten. Hij like ûnbidich grut mei al dat spul. Ada die gau de doar foar him iepen.

‘Pffff,’ barste er út, doe’t er de keuken ynstommele. ‘Dat wie wat. Mar ik ha it oprêden.’

‘Wêr hast sa lang mei ompield?’

‘De kachel yn de wetterbak gong út. Blik in lek krigen te hawwen. Dat ik moast him gau tichtsolderje.’

‘No, ik siet yn noed om dij. No woe ik wol dat we in moanne wachte hienen mei dat bern.’

‘Hee, de fyfde febrewaris hienen we in noch wol slimmere sniestoarm ha kinnen.’

Ada seach nei de kolven. ‘Dat soe genôch wêze moatte oan moarn ta.’

‘Dat soe ’k hoopje.’ Alfred strûpte syn swiere klean en learzens út, en Ada pakte de biezem en boarstele de rest fan him ôf. Alfred sei: ‘Dit is noch slimmer as ... no, it is krekt as steane jo mei de noas rjocht yn de blazer op fan in terskmasine, sa fûl en hurd komt it op dij ta.’

Om kertier oer tolven hinne gongen se oan tafel. De panne jirpels walme as in skoarstien. Ada siet eigenlik allinne bij de oare twa om nei de tiid út de Bibel te lêzen. Se seach hoe’t Alfred útskepte. Dy siel. Hij iet as in ferhongere hûn. ‘Hoe giet it mei ús Swalker dêr yn de skuorre?’

‘Ha, dy wit wol wat er yn in sniestoarm dwaan moat. Hij hat himsels in kûle groeven yn it hea en alles watst fan him sjochst is syn noas dy’t nei bûten stekt.’ Se hienen as neigesetsje wylde appels út in blikje, doe’t de trije rûtsjes yn de keuken stadichoan opljochten. Alfred seach op. ‘Hee, it liket as belunet de stoarm wat.’

Ada moast even bij de tafel wei. Se rûn nei har sliepkeammerke, helle de pot ûnder it bêd wei en gong sitten, mei de jurk omheech. Doe’t se wer oerein kaam, flústere se tsjin harsels: ‘Wat nuver. It foel derút sa’t je in glês wetter leegje.’ Doe’t se wer nei de keuken ta woe, fernaam se dat se mei de skonken wiidút rinne moast. ‘Ik tink dat it no net lang mear duorret. Frjemd dat ik noch gjin krampen fiel.’ Werom oan tafel lies se de trijeëntritichste psalm. ‘Kleare goedens en geunst sille mij folgje al myn libbensdagen.’

Alfred spriek it tankgebed út. Dêrnei fulde hij de beide kachels en gong op de bank lizzen foar in knipperke. Ada seach dat er lizzen gongen wie sûnder wat oer him hinne te slaan. Se pakte in blauwe swiere tekken en lei dy oer him hinne. Dat fernaam er net – hij wie

al yn 'e sliep fallen. Se koe de manlike kracht rûke dy't út syn klean opstiege. Syn azem wie sa ryk as fan hea. Se koe sels in fleuchje fan syn earsmoar rûke, in rook as fan ferbrânde brune sûker.

Ada stie glimkjend nêst him. Hij soe gau de wize heit wêze. 'No bin ik bliid dat it sie fan dizze man, net fan dy earne Alvin, yn mij ripe hat. Hij jout noait op. Sels midden yn in stoarm is er fleurich. Ik sil him alles fan mij jaan. Iepenje myn skurte, frijelijk, sadat in bern fan syn bloed maklik en fluch geboaren wurde sil, nettsjinsteande mem.'

Se lei de hân leafdefol op har búk. 'Wat ek heel nuver is, is dat ik de lêste tiid net dat gekke gefoel yn myn hart hân ha. Krekt as is myn hart wer sterk, sa't it wie doe't ik noch in lyts famke wie, foardat ik dy seare knibbels hie. It is as haw ik ien of oar toverdrankje dronken.' Se liet harsels yn de skommelstoel sakje en skommele stadich. De linker glider kreaake ritmys, as in ferkâlden imerke. Se moast glimkje om it aardige lûd fan har mem, dy't yn harsels stie te praten yn de keuken bij it skûtelwaskjen. 'Ik sit sa wiidút,' mompele se bij harsels.

Al gau kaam har mem bij har sitten foar de fulkachel. 'It is krekt as wachtet men op it iepengean fan de earste roas yn de simmer,' mompele Ada. 'It liket in ivichheid as men dernei sit te sjen.'

'God Syn wil.'

Se hienen it iten op. Mar tusken stjitterige wynpûsten troch koenen se no en dan in ljocht ûnderskiede yn it hûs fan de Weatherlys, in heale myl fierderop. De kachel achter Ada prate. Jiske rûgele op de roasters del. Nei in skoftke, doe't er syn piip leechrookt hie, rikte Alfred nei syn harmoanika op de planke boppe de tafel en begûn de "Njoggenennjoggentich skiep" te spyljen. Ada moast glimkje, wat har folle lippen omheech loek yn de bleke wangen. Wat leafdefol fan Alfred om har op te fleurjen mei har favorite melody.

Al gau gong Alfred helendal yn it spyljen op. Wize nei wize dreau omheech fan syn sacht oer de toetsen tikjende fingers. "De sinneskyn op dyn gesicht", "Dyn roazereade lippen", "Doe't ik op in moarn in kuier makke", "Ik droomde fan in eagepear dat mij oanseach". Ynienen liken wylde roazen útkommen te wêzen yn de keuken. En doe, even letter, joech de baby yn Ada har búk in fûle traap, mei syn beide fuotten, hurd tsjin har longen oan. Har skoat kromp ynelkoar, en besocht it bern derút te triuwen.

'Aaahh,' rôp Ada. 'No dan.' Einliks in bertefleach. Sa fiede dat dus. Alfred wist fuort wat der geande wie. Hij lei syn harmoanika oan de kant en makke him klear om fuort te gean.

Syn skoanmem gong sitten en begûn giele triennen te gûlen. 'Jo, jo, ik wurd toch noch beppe op myn eigen jierdei.'

It fûle knipen hold even op. Ada stiek de hân út nei Alfred. ‘Tinkst dat it feilich is om te gean?’

‘Do wolst toch dokter Drury hawwe?’

‘Ik tink fan wol. Al soe it tink ek wol mei mem allinne kinne.’

‘Ik set Dan en Duke foar de slide.’

‘Leit de dyk net fol snie?’

‘As it moat nim ik de hegere grûnen. Ik knip mij mei in knyptange wol in paad nei de stêd troch de stikelriedden, en op de weromreis meitsje ik dy dan wol wer.’ Hij loek in pear grouwe filten skuon oan en dêroerhinne syn reade gasplearzens. Hij pakte himsels yn yn syn waskbearejas en makke mei soarch de heakjes fan boppen oant ûnderen fêst. Ta beslút sette er in swiere dûnzige bûntmûtse op. Hij stiek de stoarmlantearne op, stiek de hannen yn in pear bûntwanten, lake nei Ada en joech har in tût. En wie fuort it tsjuster yn.

‘Oohh,’ rôp har mem, ‘hie myn man mij mar in kear sa tute.’

Ada wie poer op har mem. ‘Mem, heit sil mem noait sa in tût jaan, as mem altyd sa krimmeneart oer mem har lot. Om it him altyd sa oan te wriuwen dat mem fan heger komôf is.’

Har mem begûn te gûlen. Har eagen rûnen fol triennen en har gesicht waard plakkerich read. Se gûlde op de manier fan it âlde lân. Allinne de ûntwoartelen begriepen dat. De jonge minsken yn dit nije lân woenen in fleurich lietsje fan har hearre, wylst se allinne mar pine fiede. It muoide Ada wat. ‘Lit ús nei de oare keamer gean, mem. Ik wol yn myn skommelstoel sitte as de folgjende fleach komt.’

Har mem snúfde in kearmannich, en waard doe direkt ien en al briedhin. ‘Lûk dyn nachthimd oan en gean op bêd. Yn pleats fan hjir te sitten. Ik set wetter op it fjoer en helje de stiennen waskbak.’

‘Der sit altyd waarm wetter bij ’t soad yn de boiler, mem.’

‘Dochter, gean lizzen. Ik wit wol wat ik doch.’

Ada loek in read flanelen nachthimd oan, mar gong net lizzen. Se die ek noch in blauwe badjas oan, en wollen toffels. En gong doe wer yn de skommelstoel sitten. Der gong in oere foarbij foardat it bern wer skopte. Ada har búk folge mei in hurde knipende beweging. Dat duorre in pear tellen. Har mem fûn dat mar neat. ‘Op dy manier komt it net foar moarnier te wrâld.’

Ada moast laitsje. ‘No mem, dat moat it bern sels witte, toch?’

Har mem swijde, mar seach opmerksum ta. De tredde fleach kaam kertier foar achten. Har mem skodholle. ‘Nee, it komt net op ’e tiid te wrâld om it op de fyfde te heljen.’

Ada besocht om troch it kykgatsje yn it rût te kypjen. Se koe net folle gewaarwurde. De treklampe achter har joech in myld oranje ljocht. ‘Ik leau de wyn hellet wer oan.’

Har mem sette de bril fêster op it puntsje fan de noas. Dat soart saken as wyn en waar wienen manljusproblemen. De folgjende trije oeren hie Ada noch trije bertefleagen. Guon wienen like fûl as de earste, guon swakker. Se kamen in healoere fan elkoar, en kamen noch flugger, noch stadiger. Om alve oere lei Ada in rubbermatte oer it fuottenein fan it bêd, draaide de lampe wat del, en kroep op bed. Har mem gong foar de fulkachel op in fjildbêd lizzen. De sliepkeamer krige syn waarmte troch de doar, dy't bij kâld waar iepenholden wurde moast. Ada frege har ôf oft it behindige sliepkeammerke op it noarden net te kâld wie foar in bern om yn te wrâld te kommen.

Se tearde in handoek ûnder har achterste en befielde harsels hoeden mei de fingerseinen. Yn de goedichheid. Se wie dêr echt oan it iepentearen. Har ûnderkant gong faninoar as in droechrakje. It waard tolve oere. Se tocht: 'Mar wêr is myn man? En dy earne dokter Drury? Dêrbûten yn dy frieswyn en sniestoarm binne se miskien wol oan it deagean. Of miskien binne de hynders ergens yn in gat fallen.'

Se slomme wat tusken de fleagen troch. Fan har nichten hie se heard dat bernkrijen foar in frou de hel op ierde wie. Mar Alfred like gelyk te hawwen dat it in natuerlik ding wie, krekt as foar al Gods oare skepsels.

Bij ien fan har hazzesliepkes droomde se dat se yn in blommetún stie. Griene paden trochsnijden de ferskillende blombêden. Bij it kuierjen waard se, wylst de longen har mei roazegeur fulden, wat gewaar dat ûnder har paad oan it wrotten wie. It wie in mol. Dy wie dwaande om ûngemurken stikem fan it bêd nuete roazen dwersoer nei in bêd mei wylde roazen te slûpen. Bij it sjen waard de omheechwrotten tunnel grutter. Dat die de mol dêryn ek. Dy fernaam dat se nei him seach. Hij rôle himsels op ta in bal en joech noch ien lêste fûle triuw tsjin de seadde. As er mar ienkear yn de losse modder fan de wylde roazen wie, dan soe er feilich wêze. Ada sykhelle djip. Se hoaste op deselde tiid dat de mol, mei hurde snút, troch de seadde briek. 'Au,' raasde se. Wekker wurden sloech se de hannen tsjin har ûnderste tusken har iepen skonken. O myn God. 'Mem, kom gau. Ik bin helendal kleverich.'

Har mem tommele de sliepkeamer yn. 'Wat is der te rêden, dochter?' Se draaide de lampe omheech en sette de bril op om better te sjen. 'Yn godsnamme. Aaahh. Gau no, ik helje it hjitte wetter.'

'Akkk,' rôp Ada, doe't it mollebern nochris omheech wrotte. Har mem kaam mei it hjitte wetter, in stik sjippe, in steapeltsje âlde lapen, en in skjirre oanstowen. Triljend plaske se it wetter te fluch yn de ierden kom en griemde it oer it kleed hinne.

'Wat in wûnderlik hearlik ding,' rôp Ada. 'It docht o sa sear, mar it is sa'n hearlik foldien gefoel. Akkk. Se komme no flak neielkoar.'

Har mem seach op de wekker. 'Hee, it is al fjouwer oere yn de moarn.' Se skodholle wrantelich. 'It bern sil syn eigen jierdei hawwe.'

'Hakk-k. Au. Dêr is it, tink ik.'

Ien of oar skepsel begûn skriemerich te razen. 'Noch even ien kear,' fiterre har mem oan. 'Drukke, bern.'

'Is it der noch net?'

'Allinne it holtsje. De skouders moatte noch.'

'Dy moatte dan o sa bree ... ooh! Dêr dan. O leave Heare Jezus, einliks.' Ada hie it gefoel as hie in grutte hân, de Heare Sinent, har yngewant yn ien beweging leechskept en har sa ferlost fan segene lêst.

Har mem sette de bril wer stevich op de noas. Se switte. Se pakte it lûd gûlende bern en draaide it om. 'In lyts abrikoaske. En hearemyntiid. In lyts hurd woarteltsje ek noch derbij. Undogensk te wrâld kommen. Presys sa't manlju binne.'

Ada kaam op de earmtakken oerein. Se stoarre. 'In echte jonge, en hij hat donkerblond hier.'

Har mem glimke omraak. 'Ja ... in heel soad hier.' Se lei de baby op Ada har búk. Dêrnei knope se fluch de nâlestring op twa plakken ticht mei wite stikjes ferbân. Se pakte de skjirre en der klonk in lûd fan trochknipe taaie side. 'Dêr dan, myn beppesizzer, do bist frij.'

Ada hong op de earmtakken. 'Frjemd dat syn hier sa oan syn wynbrauwen ta komt. Oan de kant fan de skieding. En ek sa fier oer de achterholle. Helendal oan syn skouders ta.'

'Ja ja. Se ha altyd in spesjaal merkteken as se belangryk wurde.' Har mem pakte it bern mei de hân ûnder it boarst op en begûn him mei waarm wetter te waskjen. Dat waarme wetter achter op de holle begûn er fan te âljen.

'Toe mar, do smycht, raas dij de longen mar út it liif. En omdatsto no toch oan 'e gong bist, gûl ek mar foar mij. Want no bin ik ynienen in âld minske. In beppe.'

Ada seach dat har boarsten wat yn har nachthimd lekt hienen, wat ljochtrôze. Se wienen barstend fol mei molke.

'No dan, no dan, lytske,' sei har mem suskjend, 'hearken, wat in nuver dinkje is dat. Hij hat in nekke dy't sa sterk is as in fisk.'

Ada fielde in laits op har gesicht. It wie krekt as gebeurde dat twa kear tagelyk. 'No beppe, wannear kin ik einliks myn earste bern beethâlde en it boarst jaan?'

'Neidat ik him syn earste ruft omdien haw. En sa syn skamte bedek.'

In oere letter hie Ada de skonken wer bijinoar. Nei waarm yn flanel ynpakt te wêzen wie de baby yn 'e sliep fallen. Beppe hie de boel oprêden en de neikream siet feilich yn de pot ûnder it bêd, mei it lid der

stevich op. Doe, as wie it in deel fan in droom, wie dêr in stampend lûd bûtendoar. Ada harke oandachtich. Dêr wie it wer, lûd genôch om heard te wurden boppe it rûzjen fan de wyn. 'Dat moat Alfred wêze. God sij tank dat er it der feilich fan ôfbrocht hat.'

'Wol wat let,' sei beppe mei in selsfoldien glimke.

'We hienen it hjir sa bannich, dat we fergetten wienen om ús o sa drok te meitsjen oer Alfred yn de stoarm bûtendoar.' De keukensdoar barste nei binnen ta iepen. Learsgaspen rinkelen.

'Alfred?'

'Skat? Alles noch goed?'

'Ja, en do dan?'

'Goed.' Alfred ferskynde yn de doar iepening fan de sliepkeamer. Syn waskbearejas siet ûnder it iis en de snie. Syn bûntmûtse like grutter wurden te wêzen. Hij kaam mei sa'n kâlde flap kjeld binnen, dat Ada it fiele koe dêr't se lei. Ynstinktyf loek se de tekkens wat omheech om de kâlde lucht bij it bern wei te hâlden.

Alfred seach dy beweging. 'Godskes!' Doe rôp er oer syn skouder: 'Dokter, kom der yn. Hâld de learzens mar oan.'

Ôfmetten fuotstappen klonken de wenkeamer troch en doe stie der noch in tsjok yn bûnt klaaide man yn de doar iepening. Al wie dokter Thomas Drury net sa lang as Alfred, it wie wol in grutte man mei swiere skouders. Hij hie in o sa fol gesicht, swiere wynbrauwen, en libbene waarme swarte eagen. Hij seach fuort nei it bondeltsje yn Ada har earms. 'Te let, sjoch ik. Goed.' Syn aksint wie dat fan it plattelân.

Ada moast it laitsjen ynhâlde, want dat die sa sear tusken de skonken. 'Ja, de Heare hat ús in geunst bewiisd.'

Drury beseach Ada har wangen. 'Jo ha in goede kleur. Alles is dus goed gongen, nim ik oan.'

'Ja, dat is sa. Ik wie sels ek ferbaasd dat it sa fluch gong.'

'Foar de earste, ja.'

Alfred frege: 'Wat is it?'

Ada liet wat sjen fan it donkerreade gesicht fan de baby. Dy hie de eagen ticht, en de mûle bijinoar knypt. Hij like op in hierrige yn dromen fersonken welp. 'It is in jonkje. En om dat goed sjen te litten is er ûndogensk te wrâld kommen.'

'Tsjonge.' Alfred sette de mûtse ôf. Hij seach grutsk nei dokter Drury. 'No dokter, dat is no krekt myn Ada.'

'Wiest ferdwaald, Alfred?' frege Ada. 'Wêrom duorre it sa lang?'

'Nee, dat gong wol goed. Mar ik moast sa hinne en wer, fan links nei rjochts oer de lannen en oer de hichten dy't boppe de snie útkamen, dat it neat like op te sjitten. It slimste wie noch, dokter wie fuortroppen nei Amen ta, en ik moast dêr helendal hinne om him op te heljen.'

‘O, dat ferklearret alles. Ik siet sa yn noed.’

‘Dat tocht ik al. Mar wês no mar gerêst. De stoarm belunet no einliks wat. De wyn is noch wol like sterk, mar de loft klearret op. Kinst no stjerren yn de loft sjen.’

‘God sij tank.’

‘Nei de keuken jim twa,’ beprottele de beppe har. ‘Om hjir sa de noardpoal te bringen. En lûk jim spullen út.’

Alfred hold de hân omheech. ‘Wacht. Ada, wêr hast dy flesse Old Crow brocht dy’t ik yn de berch fûn hie? Doe’t wij hjir krekt ynlutsen wienen?’

Ada fronsele. ‘Wêr wolst dy foar brûke dan?’

‘Ik fyn dat we ferlet fan in swolchje hawwe.’

‘Ik tocht dat we dy allinne as medisyn brûke soenen?’

‘No, dêr woe ik it ek foar brûke. Dizze medisynman hat ferlet fan in buorrel fan mij, dat er net ferkâlden wurdt.’

Ada glimke nei him. ‘Yn de kleankast. En as jimme der klear mei binne, set him dêr dan wol daalk werom.’

‘Ha mar gjin noed.’ Alfred smakte mei syn reade spliterige lippen. ‘Kom, dokter, foardat beppe ús yn it achterst byt.’

Nei de tiid woech en ûndersocht dokter Drury de baby. Hij kundige oan dat de soan en erfgenamt helendal sûn wie, dat er meager en twaentweintich tomme lang wie en acht pûn woech.

Alfred wie yn ’e wolken. ‘Wat in knaap, net dokter?’

‘Jawis.’

‘Us nije blanke hoop. Einliks ien dy’t dy swarte boksers oan kin.’

Yn de eagen fan de nije beppe wie wat freegjends slûpt. ‘It is sa nuver, mar de baby liket op gjinien fan jim twaen. Noch op Ada noch op di.’

‘Wêr godsamme liket er dan op?’ rôp Alfred út.

‘Syn pakes.’

‘No, stel dat er dat docht, wat is dêr dan mis mei?’

‘Dat binne tefolle reuzen. En ik ha myn bekomst fan ien reus.’

‘Us heit is in reus fan ien meter sechtich?’

‘Do witst bêst wat ik bedoel.’

‘No, wêr’t er ek op liket, al is it de presidint, ik sis it is in knaap.’

De baby begûn te blêren. Alfred striele. Syn gesicht wie stadichoan read wurden yn it waarme hûs. ‘Hark ris nei dy jonge, hij hat de stim fan in feilingmaster.’

Ada moast glimkje. ‘Ik tink dat er no miskien wol wat honger ha sil.’

Alfred seach dokter Drury even oan en der glied in glimke oer syn gesicht. ‘Miskien in goed idee om de rust út syn wetterlieding ek even fuort te spielen mei wat fan dat huningwetter, dokter?’

De beppe blaasde harsels op as in podde. ‘Dat is in skandaal, om in baby dy’t noch wiet is fan de oare kant whisky jaan te wollen.’

Dokter Drury begûn ek te glimkjen. ‘Alfred, ast der neat op tsjin hast, wol ik syn part wol hawwe. Foar de weromreis. En dêrnei kin ik better fluch weromgean. De Heare mei witte wat der allegear yn Bonnie gebeurd is wylst ik der net wie.’

Alfred hold de hân omheech. ‘Ynoarder. Mar earst even myn twa kij melke. Oars spatte har jaren útelkoar tsjin de tiid dat ik werom bin.’ Hij lake as in gelokkich man en se rûnen fuort.

Ada rjochte har oandacht no alheel op de lûd gûlende baby. Se lei him yn de holte fan har rjochterearm. ‘No, no, lytse.’ Se die har nachthind iepen en tilde it boarst derút. Dat wie sa fol dat it hurd wie. Bij it oanreitsjen die it sels sear. Der kaam in tin flueske molke op de spien. ‘No, no, lytse.’ De baby makke ûnhandige gryp- en skopbewegings. Ada hold him sa fêst dat har lekkende spien yn syn wide reade mûle stiek. ‘Hjir dan.’ Fuort doe’t molke syn jammerjende tonge rekke, naam er mei de hele mûle de spien oan en begûn daalk te sûgen. Har molke, dy’t einliks útstrome koe, begûn yn de baby syn mûle te spuitsjen, en hij koe mar amper fluch genôch slokke om it bij te hâlden.

Ada koe der net oer út hoe’n hearlik gefoel it wie om te fielen hoe’t de lippen fan it berntsje om har spien sleaten en deroan sobben, wylst syn rôze fingerkes ûnbewust mei lytse skokjes yn har boarst triuwken en it sa ta in deel fan himsels makken. Dy lytse rôze lipkes betsjinnen harsels fan it libbensfocht. It fiede sels as rûn it focht yn har brein troch har boarst nei bûten.

‘O Heare, hoe wûnderlik binne al Jo wurken. Myn boarsten tsjûgje dêrfan.’

Ada ❁ 17

Se neamden de baby Alfred, lykas ferwachte wie. Alfred Alfredson VII. Ada hie ferskillende flaaïnammen foar him. Earst wie it gewoan Baby. Letter neamde se him Free. De earste kear dat Ada dy bijnamme brûkte loek Alfred syn wynbrauwen op. It wie april. Beppe wie wer nei hûs ta gien. Se hienen krekt in smûk jûnsiten tegearre op. De baby sobbe stevich wylst Ada fan in kopke griene tee nipte. ‘Free?’

‘Ja. Ik ha noch noait in baby sjoen dy’t sa frij mei syn hantsjes wie. Hij skaait der altyd mei. It is krekt as wienen se bedoeld as wjokken.’

‘Free.’ Alfred stiek de piip oan. ‘No, as it mar net betsjut dat er al te frij mei de froulju omslacht.’

Fol leafde seach Ada op har drinkende baby del. De siden râne fan

syn blauwe lekken bediek de sydkant fan syn rôze gesicht. Bij elke sike streake har parfoarmich boarst lâns syn wang. It lytse mûltsje fan it mantsje wie krekt grut genôch foar har brune spien. 'Ik tink dat we dêr mei him gjin noed oer hoege te hawwen. It wurdt in bêste jonge.' Se widze him leafdefol wat hinne en wer. 'Net wier, Free, skat?'

Alfred seach stikem nei dêr't har boarst mei de fine blauwe ierkes sichtber wie. Hij krige wer plannen. In pear nachten lyn wie er wekker wurden doe't se de baby om twa oere de nachts oan it boarst hie, en it sachte lûd fan de babylippen op har spien hie him in flinke bulte yn syn nachthind besoarge.

Ada streake de baby foarsichtich oer syn donkerread hier. 'Wat frjemd dat er twa draaiboarstels hat, ien op elke hoeke hjirachter.' Se lei de wiisfinger op de twa plakken dêr't syn hier oereinstie. 'Twa lytse moannen.' Free hie in lange holle, breed en heech achteroan en smel en skean fan foaren. 'No, dy twa boarstels kinne mij neat skele. Dy kinne wij wol de baas. Mar ik hoopje al dat er aanst dy stripe hier hjir kwytrekkes dêr't it nei syn linkerwynbrau ta rint. Ik wol dat er toch in soarte fan foarholle krijt.' Se glimke nei it bern. It moarnsljocht wie myld foar har. Har skeinspruten liken wol fan goud. 'En ik fyn it ek net slim dat syn hier sa fier nei achteren groeit. Dat kinne we wol ûnder syn boesgroen stopje.'

It sobjen fan Free hold stadichoan op, doe't de sliep him oermânsk waard. Har spien glied tusken syn bernelipkes wei.

'Tatetiid is foar de mem echt in momint fan rêst.'

Alfred sei: 'Miskien hat er dy boarstels urven fan ien fan elke kant fan de famylje. Ien fan jim kant en ien fan ús kant.'

'As er dan mar net in man wurdt dy't tsjin himsels stiet.'

'Om krekt te wêzen,' sei Alfred, 'easkje ik foar myn famylje dy oan de linkerkant op. Want dêr haw ik mines ek.'

Ada lake. 'Dan is dy oare fan mij.'

'No, jim froulju hawwe him oer it algemien oan de oare kant.'

Ada swijde en glimke wat. Baby Alfred wie wat beswit rekke troch syn hongerich loarkjen. Se pakte de siden tippe fan syn blau tekkentsje en fage foarsichtich de switdruppen fan de rjochterkant fan syn foarholle. De pylk ljocht hier nei syn linker wynbrau blik droech te wêzen. De switdruppen lieten har tinke oan it wetter dat dominy Graves bij de doop op it gesicht fan de baby sprinkele hie.

... Ein jannewaris hie sij mei Alfred, beide lange minsken, yn tsjerke stien en har bern ta in ferbûnsbern fan God makke. De lege jannewarissinne hie skerp troch it rûne kleurde rûd heech yn de súdmuorre fan it dwersskip skynd en in wijde gloede oer har smiten.

Op syn robúste wisse manier hie Dominy Graves de doopformule fan de preekstoel ôf lêzen. Hij hie Alfred de heit en Ada de mem, no beide befêstige lidmaten fan de Kristlike Tsjerke fan Bonnie, yn it sin brocht dat it bern yn sûnde geboaren wie en net samar it keninkryk Gods binnengean koe. It bern moast doopt wurde troch de hân fan in tsjinner fan God, dat syn ûnsuverens ôfwosken wurde mocht en hij werberne wurde koe. God woe skjinne sielen hawwe yn in skjinne himel. Neidat Alfred en Ada op ferskeidene oan har stelde fragen antwurde hienen, Alfred mei in sterke bariton, Ada mei in heldere sopraanstim, en neidat se ûnthjitten hienen it bern grut te bringen op de wegen der rjochtfeardichheid, wie dominy Graves fan de preekstoel kommen en op Alfred en Ada tarûn, dêr't se foar de earste bank stienen. Alderling Etten wie slûch sjend mei it sulveren doopbekken op har ta kommen.

Alfred hie dominy Graves in papierke oerlange dêr't Ada de namme fan de baby op skreaun hie. Wylst de dominy it hânskrift bestudearre, hie Ada de baby oan Alfred jûn, sadat it haad fan it gesin him fêsthâlde koe. Dêrnei hie se in sacht wasklapke om syn gesicht teard.

Dominy Graves wonk âlderling Etten om it bekken wat tichterbij te hâlden, en stiek doe de hele hân yn it wetter, helle dy der wer út, skodde wat drippen ôf en snjitte, wylst er de namme fan it papierke lies, dripket wetter oer it blonde kopke, elke kear as er ien fan de kaaiwurden spriek: 'Alfred Alfredson, ik doop dij yn de namme fan de Heit, en de Soan, en de Hillige Geast. Ah-men.' Doe loek er in bûsdoek út syn mouwe en droege syn hân ôf.

De ferskeidene snjitterkes kâld wetter op Alfred Alfredson syn gesicht hellen him út in swiete sliep. Alfred VII sette in ôfgryslke kiel op, om syn mem witte te litten dat der in katastrofe te barren stie. Hij raasde sa lûd, dat de hele tsjerke, dy't al stil wie om mar de namme fan it bern hearre te kinnen, noch stiller waard.

Ada krige in kleur. Se hie sa hope dat de baby de doop rêstich aksepteare soe. Se hie der it mier oan as bern bij har doop drokte makken. It ferbriek de wijde stimming fan dy gelegenheid. Heit Alfred heve syn grutte noas bij al dy heisa dy't der út de bocht fan syn earm kaam. Hij koe der ek net oer. Dominy Graves syn eagen twinkelen doe't er de namme fan it bern yn 'e bûse stiek om him letter op te tekenjen. Ada naam doe de baby wer oer.

Doe't Alfred VII fan de earms fan syn heit oerhevele waard nei dy fan syn mem, balte er noch wat lûder. En dat sette er ek noch even kracht bij mei in pear tongerklapkes djip yn de kokon fan syn tekkens. Dy waarden folge troch in fersmoard mar dúdlik lûd. Ada seach stikem fansiden om der wis fan te wêzen dat sij allinne mei har fjouweren dat heard hienen. Se fage de bij syn gesicht del rinnende drippen ôf, wat se

die mei in handige rûngeande beweging dy't einige bij de baltende mûle fan har bern. 'Ssst, ssst, stil no mar, baby, toe no mar.'

De breedskouderige dominy gong wer bij de preekstoel op en besleat de doop mei gebed. 'O Heit yn de Himel, dit ferbûnsbern is opnommen yn de skurte fan Jo tsjerke.' Doe riisde de gemeente oerein en song in psalm: "Iderkear sjit it moed mij fol, as ik deroan tink, hoe't ik mei in hele keppel opgong, ja, foar har útrûn nei it hûs fan God ûnder lûde jubel en lof." Ada song út folle boarst mei, en tsjin de tiid dat se bij de wurden 'jubel en lof' kaam, wie baby Free stil wurden, rêstich makke troch de stim dy't bij it boarst hearde ...

De kachel kuolle tikjend ôf. Alfred kloppe de piip út yn de holte fan syn hân en liet de jiske yn de kachel falle. 'Witste, ik moat suver leauwe dat de reden dat widdo Bettie helendal fan Massachusetts hjirhinne kommen is om mei ús heit te trouwen, wie dat se der ferlet fan hie dat ien har widdodracht wat mear kleur jaan soe.'

Ada kaam werom yn de keuken. Se stoarre har man oan. 'Hoe yn de goedichheid komst dêr no wer bij?'

'No, dat betocht ik niis.'

Ada stie wer fersteld fan it ferskil tusken de manljuswrâld dêrbûten en de frouljuswrâld yn 'e hûs. It wie krekt as wennen der twa ferskillende rassen nêstinoar. 'Har widdodracht. It idee al. As in widdodracht betsjut dat in frou noch yn de rou is.'

Alfred geat himsels in kop kofje yn, mei in skep sûker, en seach doe wêr't de rjemme stie. Dy seach er achter de jirpelpanne stean. 'Jei de ko even myn kant út, wolle jo, dame?'

'Wat?'

'O, neat. Do hast it bannich.' Hij rikte oer de tafel en geat in rynske flut rjemme yn.

'Au.' De baby kniep sa no en dan mei syn dikke fingers even yn har boarst.

'Sis, hark ris, it is hast tiid datst him de earste kear de neilen knipst.' Hij loarke oan syn kofje en seach ûnderwilens nochris stikem nei har bleat boarst.

'Alfred, do moatst net sa prate oer de frou dy't jim heit útsocht hat.'

'Nee, miskien net.'

'Dat is net kristlik.'

'Nee, miskien net.'

'Moatst it ek fan har kant besjen.'

'Miskien wol. Mar dy kant helpt ús heit net foarút. Mei har praat oer eigendom. Eigendom, eigendom! Krekt as is dat alles yn it libben. Om him ôfrûne simmer, doe't er út de Dakota's weromkommen wie, te

fertellen dat se, as er har net gau in hûs boude en in bûthúske makke, sadat se in ko hâlde koenen, de tintepinnen útlûke soe en weromgean nei Massachusetts. Chò. No, doch dat dan mar, soe 'k sizze.'

'Mar miskien hat jim ûngeduerige heit dêr krekt ferlet fan. Ien dy't him wat delbêdzje kin. Wês ris praktys.'

'In ko hâlde yn de stêd. Ik sjoch ús heit al foar mij. Keamerfaam foar in ko.'

De oare sneins helle Ada Alfred oer om nei tsjerktiid bij syn heit lâns te gean. It siet har dwers dat de heit fan har man sa anty-tsjerke wie. Se tocht dat er troch har foarbyld miskien no en dan ris nei tsjerke gean soe. Bettie hie sein dat se, al wie se kongregasjonalist, der gjin beswier tsjin hie om ris in kear nei de Kristlike Tsjerke te gean. Ada hie ek net safolle op mei har styfmem Bettie, mar se mocht Alfred syn heit wol lije. Dat koarte blok fan in man hie heel wat yn de bouten. Hij hie syn tsjintwurdich hûs yn mar trije moanne tiid boud fan eigenmakke semintblokken, mei allinne de help fan de jonge Richard.

Om healwei fjouweren stie de sinne noch heech oan de loft doe't Alfred hohold foar syn heit syn nij hûs. Hij stapte earst út de buggy en naam doe de baby fan Ada oer. Doe't dy útstapt wie, lange er de baby wer oer. Hij bûn Daise handich oan de peal fêst en rûn mei Ada nei de foardoar. Dy seach daalk hoe netsjes it hiem oprêden wie.

Mei har gesicht foar it foarrút seach styfmem Bettie har oankommen en se draafde hurd dat út nei de súddoar fan de keuken. 'Diskant út, minsken. We ha de foardoar noch altyd ticht foar de winter.'

Bij it omrinnen murk Ada op dat alle ruten oan de sinnekant fan it hûs fol mei potplanten stienen. 'Sjoch dat ris,' rôp se út. 'Ik wist net dat se sa fan blommen hold.' Der stienen geraniums, begoania's, fioeltsjes, en ta beslút sels de kaktus dy't Alfred syn heit meinommen hie út de woeste Dakota's. Yn de tsjokke rôle tekkens begûn de baby te wrotten. Under de tippe troch fan syn bûtenste brune tekken wie der kâlde lucht nei binnen krongen. Syn eagen draaiden ûnder syn eachlidden.

Styfmem Bettie stie yn de doar iepening op har del te sjen. It wie in stevige frou, mei kastanjebrún en hjir en dêr wat griis hier, ljochtblauwe eagen en in sterk kin. Har stadich glimkjen like dat noch wat te fergrutsjen. De hûd oer har wangen wie wat plakkerich, as hie se koarts. Har noas wie read. 'O, jim ha de baby meinommen. Goed, kom deryn, kom deryn.'

De rook binnenyn wie as dy yn in broeikas, fan griene lucht dy't hast te swier wie om yn te azemjen. De heit siet yn it ljocht fan it rût op it noarden bij de kachel, mei de fuotten yn de kachelsdoar, in boek te lêzen. Hij hie skjinne wurkklean oan, in blauwe seilbokse en in blau boesgroentsje. Bij it sjen fan de besite lei er it boek oan de kant. 'No,

as dat myn soan net is mei syn kreaze frou Ada.’ Hij gong stean. Syn grille eagen seagen har strak oan. Under syn snor foarme him in hoeden glimke. It wie dúdlik dat hij en Bettie wurden hân hienen. Se seagen elkoar net oan.

Alfred besleat om fleurich te dwaan. ‘No heit, smyt noch in kolf op it fjoer en we helpe jim de tee op te drinken.’

‘Ynoarder.’

Bettie flústere mei heaze stim: ‘Sliept er?’

‘Ik tink fan wol.’ Ada iepene it binnenste, mei side ôfset lekken. De baby wie opholden mei wrotten. Syn eachlidden wienen sletten en kalm.

Bettie flústere mei smoarde stim: ‘Hij is leaf.’ Oan it puntsje fan har reade noas foarme him in drip. ‘Ik ha noait ien hân, wistste.’

Ada wist net wat se sizze moast.

‘O, it is wol goed, hear. De Heare’ – mar foardat Bettie de hân foar de mûle slaan koe, moast se ynienen fûl hoastje en bedarre der in lyts racheltsje mei de kleur fan tapioka op it rôze wankje fan de baby - ‘Syn wil. O, dat spyt mij.’ Bettie krige in kleur as fjoer. Se dolde in reade bûsdoek út har grize skelk en fage fluch it racheltsje ôf.

‘Jo binne wat ferkâlden.’

‘Ja, dat skyn ik mar net kwytwurde te kinnen.’

Alfred syn heit seach Bettie fûl oan. ‘Bettie is altyd ferkâlden. De hele winter lang.’

‘Ik ha ien of oar soarte fan astma,’ sei Bettie.

‘Wêrom hâldst hjir dan al dy blommen?’ frege de heit. ‘Elke kear as der ien bloeit begjinst te prústen.’

Ada sei glimkjend tsjin him: ‘Ik tocht dat jo fan blommen holden.’

‘Allinne fan dy giele kaktusblommen. Dêr bin ik mei in soad muoite oan kommen.’

‘Ik tink graach dat blommen God Syn flústerstim binne.’

De heit gong wer sitten. Hij knikte nei Alfred dat er tsjinoer him sitte koe bij de kachelsdoar. Hij fulde de piip en stiek him oan. ‘Dat is gelul, dochter, en dat wistste heel goed, mei p-p-permisje sein.’

Ada knippere net ienris mei de eagen. Meastal gong se stiif rjochtop stean, as in dame, as se ûnfoege taal hearde. Blykber tocht in deel fan har, fier yn har achterholle, dat har skoanheit soks wol sizze mocht. ‘Wêr is Abbott? En Gerda? Ik hie hope har te sjen.’

Hij sei koartôf: ‘Te boartsjen bij de buorlju ergens.’

Alfred helle syn piip ek foar it ljocht. ‘No, heit, it liket as binne jo fan ’e moarn mei de ferkearde foet út bêd stapt.’

‘G-g-gelul.’

Ada besleat om fan ûnderwerp te feroarjen. ‘Ik wist net dat jo sa fan

blommen holden, mem. De lêste kear dat we hjir oanwipten hienen jo, leau ik, mar in pear te stean.'

'Ik ha se opslein hân bij de Meads oant it hûs klear wie.' Bettie fûn it prachtich om 'mem' neamd te wurden. 'Wêrom leist de baby net op de learen bank? Dêr rôlet er grif net fan ôf.' Ada lei him dêr del. 'Kom mar mei. Ik sil se dij sjen litte.' Bettie gong har foar.

Doe't Bettie en Ada de wenkeamer ynstapten, bewoegden de grutte blêden fan it Fenushier in bytsje. It wie krekt as wisten de rintfearen dat der freonen delkommen wienen foar in besite. De planten wienen sa delset dat se elk bytsje sinneljocht heine koenen, op planken, op blommetaffeltsjes, op útklapbere plankjes. De lucht wie noch swierder grien as yn de wenkeamer. De planten holden fan Bettie.

Ada bûgde har oer in hingjende wynrank hinne. 'Swalkjende Joad.' Dit is de earste dy't ik sjoch sûnt ik foar dominy Carpenter wurke.' Ada glimke nei Bettie. 'Dy hat ús troud.'

'O ja?'

'In wûndere plant.'

'Ik ha him meinommen út Massachusetts.' Bettie lake wat skealik. 'Wat nuver datst ien yn in pastorij sjoen hast.'

'Jo bedoele, omdat er neamd is nei in man dy't Jezus bespote op wei nei Syn krusiging? En sûnt dy tiid oer de ierde swalkje moatten hat?'

'Ja.'

Dat wie yndie in tryste leginde. Ada bûgde har dêrnei oer in seldsume plant hinne mei sa'n tsien teare rôzereade blomkes. 'Poppeteantsjes.'

'Bij ús thús neamden we dy poppefuotsjes.'

Sinneljocht stroomde troch de griene blêden en joech de gesichten fan de twa froulju in blauachtich griene glâns. De wytkele muorren krigen der in ljochtgreene tint fan. Troch de griene lucht kloppe Ada har hart fûler.

De heit rôp út de keuken wei: 'Wêr hasto de teeblêden, Bettie?'

'Kom deroan.' Mei in wurge stap rûn se nei de keuken werom. Ada folge. Bettie rikte nei in iepentearde krante boppe op de kachel. Dêr leinen allegear droegjende blêden en in stikmannich kantsjes op. Se krommele in hânfol fan de droege blêden mei it kantsjebloemke yn in pûdsje, en hong it yn in mûnske blauwe teepot. Se wonk Ada om oan de keukenstafel sitten te gean. Doe diek se de tafel, sa no en dan mei in dampe bûsdoek oan de noas dippend.

Ada har each foel op it reade boek dat har skoanheit oan kant lein hie, doe't se deryn kamen. 'Wat lêze jo, heit?'

'Engels.'

‘Wêr giet it oer?’

‘No dochter, Engels skriuwt oer dy oare kant fan dat kristendom datsto sa bewûnderst.’

Ada wachte op syn útlis.

‘Engels wie in rikeljussoantsje, dat begrutsjen krige mei de manlju dy’t foar syn heit wurken. De arbeidzjende klasse. Hij stried foar it ferbetterjen fan har lot. En hij wist mear oer hoe’t er it sosjalisme fan de grûn krije moast as Marx.’

Alfred skeat achteroer op twa poaten fan syn stoel. ‘Sosjalisme?’

‘Wêrom net?’

It spiet Ada dat se it frege hie. It idee dat har skoanheit oer it sosjalisme siet te lêzen, wylst Alfred noch altyd net lêze koe, soe de soan allinne mar fierder tsjin de heit opsette. De tsjettel op de kachel begûn te sieden. Bettie geat wat gleon wetter yn de teepot. De punt fan it pûdsje teeblêden hold se goed fêst, sadat it der net ynfalle koe.

Alfred seach syn heit oan. ‘Wat seit jo maat C. Rexroth derfan dat heit oer it sosjalisme sit te lêzen?’

Syn heit kloppe syn piip út. ‘Dy hat mij no krekt dat boek jûn.’

‘Heit bedoelt, hij lêst sok spul ek?’

‘Jawis, wêrom net?’

Alfred klapte op fjouwer poaten del. ‘Wit heit, ik kin amper leauwe dat âlde C. sok gelul lêze wolle soe.’

‘Alfred,’ warskôge Ada, ‘pas op dyn taal.’

‘Hee,’ sei Alfred, ‘wêrom mei heit wol “gelul” sizze en ikke net?’

Syn heit sei mei in brede laits: ‘Omdatsto it net op de goede manier seist, soan. Do moatst it sizze op de manier fan Teddy Roosevelt.’

‘B-B-Bull ... shit!’

Syn heit lake. ‘No, dat klinkt wat better.’

Dêrnei ferrûn de besite wat glêder. Doe’t Ada oer de smaaak fan de tee bearde, sei styfmem Bettie dat it nei alle gedachten de fynwreaune kantsjebloom wie dy’t dêr dy spesjale smaaak oan joech. De styfheit wie it dêr ferrassend genôch mei iens en begearde noch in kop.

Fjouwer dagen letter waard Ada midden yn de nacht wakker fan in frjemd lûd dat út de widze kaam. De baby makke in lûd as fan in jankend hûntsje. Ada woe der net graach út. Se hie it dy hele dei bannich hân mei maitydshúshimmelen. En Alfred sliepte nêst har as ien dy’t ek deawurch wie. Hij hie de hele dei bûten yn in skrale wyn oan it ploegjen west.

De baby hoaste. Djip en rocheljend. Ada sloep it bêd út en draaide de lampe wat omheech. Se kipe even nei de baby yn syn widze bij de doar en lei de hân op syn foarholle. Hee, hij wie o sa koartsich. Hij wie gleon. Se draaide de lampe helendal omheech. ‘Alfred!’

‘Mmm.’

‘Alfred, wekker wurde, ús baby is siik.’ Alfred draaide him stadich om en gong sitten.

‘Hij sykhellet sa nuver. Hij is sa siik, hij is der gleon fan.’

Alfred syn eagen skeaten wiid iepen. Hij seach op de wekker. ‘Ien oere yn de nacht. Tinkst dat ik de dokter helje moat?’

‘Ik wit net. Do hast hjoed sa hurd wurke, ik wol it dij net graach freegje.’

‘No, we moatte ús kroanprins net ferlieze, toch?’

‘Wat seist dat wer nuver.’ Se fiede ûnder de tekkens. ‘Hee, hij is dweiltrochwiet.’ Se loek de hân werom en roek oan de fingers. ‘En dat komt net fan syn wiet mieltsje.’ In rocheljend hoastjen liet it lyfke skodzje. Hij rôle de holle fan de iene nei de oare kant. Ut de sydkant fan de mûle glieden raffelige slimen en syn noas wie alheel ferstoppe.

‘Wannear fernaamst foar it earst dat er ferkâlden wie?’ frege Alfred.

‘Juster. Syn noas wie wat read. En hij dronk net sa goed.’ Ada har boarsten wienen fol en priken in bytsje. ‘It is sawat wer num-num-tiid.’

‘Is er net sawat klear om dy twa-oere-beurt oer te slaan?’

‘Ja, mar hij hat altyd noch sa’n honger om twa oere.’

Alfred swaaide de skonken fan bêd en lei de hân op de foarholle fan it berntsje. ‘Godskes! Wat is er gleon. No wit ik it wol. Ik helje de dokter.’

‘Goed, Alfred. Goed. En ik sil him beethâlde en krekt salang bidde oant datsto mei him weromkomst.’ Alfred stapte yn syn klean. ‘Der is no teminsten gjin sniestoarm,’ sei se.

Alfred makke de galgen fan syn overal fêst. ‘Styfmom ek om him sa lyk yn it gesicht oan te hoastjen.’

‘God Syn wil, Alfred.’

‘Net as minsken better witte kinne.’

Daise fleach as de wyn en Alfred wie tsjin trijen al wer werom mei dokter Drury. Dy lei de baby op de tafel fan de wenkeamer ûnder de treklampe. Syn swartbehierre hannen befielden hoeden syn lyfke. Dêrnei naam er syn temperatuer op: 39 graden, en de pols wie 150. Hij makke it boarst fan de baby bleat en harke dernei mei syn stetoskoop. De platte linkerhân lei er op syn boarst en mei de wiisfinger fan de rjochterhân tikke er dêrop. Linkenoan waarden syn waarme donkere eagen earnstige donkere eagen. Ada en Alfred stienen nêst him. Se wachten.

‘Wannear hat er foar it lêst poept?’

‘Even sjen.’ Ada die de eagen ticht om better nei te tinken. ‘Dêr sizze jo wat. Net sûnt justermoarn.’

Dokter Drury wolle him wer yn de tekkens en joech him oan Ada.

Se hold him stiif tsjin it boarst. Se koe syn hartsje wanhopich slaan fiele. Triljend sei se: ‘No, en?’

‘It is yndie longûntstekking.’

Longûntstekking? Ada siigde hast oer de flier. Dokter Drury streakte mei de hân oer syn gesicht. ‘Ja.’

‘Kinne jo him dêr net wat tsjin jaan?’

‘Dat kin. Mar it sil him net folle helpe.’

‘Is der gjin middel tsjin longûntstekking?’

‘Net echt.’

‘Ik wol myn berntsje net kwyt, dokter.’

‘Ik ek net.’

Alfred gong mei in plof sitten. Syn gesicht wie as wite molkekristallen. ‘In kompres dan?’

Dokter Drury skodholle. ‘Him goed ynpakke yn flanel is like goed.’

‘Kin in mosterpleister it der net útlûke, dan?’

‘Longûntstekking troch in ribbekast lûke kin net.’ Dokter Drury stie mei it kin yn de hân. ‘Earst moatte wij de temperatuer nei ûnderen sjen te krijen. Foardat er opbrânt. Lit ús de widze hjir bringe, dêr’t de waarmte lykmjittiger is.’ Alfred helle de widze. ‘En Ada, helje der in pear tekkens ôf.’

Ada lei de baby hoeden yn de widze en helle der in oantal tekkens ôf.

‘En no, kinne jim mij wat wasklapkes jaan en wat koel wetter?’ Ada drafke fuort om dat te dwaan. O sa foarsichtich, as wie it in aai sûnder dop, begûn dokter Drury it gesicht fan de baby mei in rige wasklapkes ôf te dippen. Stadichoan waarme it tobke wetter op. Ada stie nêst him en ferfong dat troch koel wetter út de reinwettersbak.

Alfred siet mei in tear yn de foarholle stil yn syn stoel te sjen. In oere tikke foarbij. Doe’t de gleonte fan de baby in stik as seis tobkes wetter opwaarme hie, naam Drury de temperatuer op. Noch altyd 39 graden.

Alfred roste de beide hannen tsjininoar oan. ‘Spitich dat it net de tiid is fan hagelbuoien.’

‘Do bedoelst, om him yn te pakken yn hagelstiennen?’

‘Nee, har oan him opfuorje as snobbersguod. Der wurdt sein dat dat in goed medisyn is.’

‘Soe de temperatuer nei ûnderen bringe kinne, mar dat is it dan ek.’

Ada fiede even ûnder it himdsje fan de baby. ‘Syn hûd is opdroege.’ De baby trille as hie er malaria. Syn wangen gloeiden fjoerread en syn hantsjes beweege as de kloeren fan in stjerrende hauk. ‘Moat ik net besykje om him it boarst te jaan?’ frege se. ‘It hat al lang syn tiid west.’

‘Prebearje it mar. Dat soe it switten ferminderje kinne.’

Ada lei de baby oan, mar dy like net te beseffen wat him oanbean waard. Hij rôle syn holle hinne en wer. 'Syn noas is te ferstoppe om iten te rûken, dokter.'

Om seis oere besleat dokter Drury om mei de koele wasklapkebehandeling op te hâlden.

'Lit ús him wer ynpakke. It gefaar is dat er in te hege temperatuer krijt. We moatte him wer oan it switten krije.' Tsjin de tiid dat om sân oere hinne de sinne opkaam, wie de temperatuer fan de lytse Free oprûn nei 39,5 graden. Dokter Drury knikte ynienen bij himsels. 'Jou mij de moster en wat moal.' Ada haaste har om dat op te heljen. Dokter Drury mong dêr in tinne pasta fan en smaarde dêr in tsjokke tommedikke laach fan op it boarst fan de baby.

'Allemachtich!' rôp Alfred út. 'Dat spul stjonkt in kertier boppe de wyn. Noch slimmer as in hynstestâl op in gleone dei.'

Dat fûn it noaske fan lytse Free ek. Dat begûn te triljen. Om acht oere loek Alfred syn jas foar bûten oan. Ada seach ferheard op.

'Frou, ik moat dy kij melke. Kin se net samar tefolle út it ritme helje, oars komme se droech te stean.'

'Hast gelyk.' It tinken oan dy twa earme kij dy't dêr geduldich stienen te wachtsjen makke har namste mear bewust fan har eigen opswolde boarsten. Se streake oer de sydkant fan har boezem. 'Wat moat ik dwaan as er in pear dagen net drinkt?'

Dokter Drury seach har mei de holle skean oan. 'Do moatst se miskien sels leechdrukke, Ada. Om klútsjes te foarkommen. As er wer honger krijt, hâldt er net fan klútsjes.'

Ada bea bij harsels: 'O Heare, lit dit oan ús foarbijgean. Mar mei Jo wil barre, o Heare, net dy fan ús.'

'Rop mij ast ferlet fan mij hast.' Alfred joech Ada in flugge burdige tût op de foarholle en gong doe oan it wurk.

De mosterpleister en it waarm ynpakken help ek net. De temperatuer fan de baby rûn omheech nei 40 graden.

'Jo hawwe gjin oar medisyn hjir yn 'e stêd?'

'Nee. Mei longûntstekking moatte jo der sels mei rêde.'

'Dan moat it in sterk bern wêze?'

'Ja.'

'No ... it is God Syn wil.'

'Ada, ik bin bang dat Hij wol dat allinne de sterken oerlibje.'

'En ik ha altyd beslist tocht dat God oan de kant fan de swakken stie.' Dokter Drury naam nochris de pols fan de baby op. Hij skodholle stadich. 'Wolle jo wat ite, dokter? Ik wit dat Alfred wol sin oan wat hat, as er deryn komt.'

'Ja, dat soe moai wêze.'

Ada makke hjouwermout, aaien en spek klear, snijde bôle en roastere dy yn de oven en sette farske kofje. Doe't Alfred deryn kaam, ieten de beide manlju mei smaak. Sijsels koe net ite.

Tsjin de middei besleat dokter Drury om mear tekkens op de baby te lizzen en de wenkeamer op te stoken.

'Hij gûlt net folle,' stelde Alfred fêst.

'Ja, ha 'k fernommen,' sei dokter Drury. 'Wierskynlik omdat syn mem kalm bij him sit.' Om twa oere wie de koarts hast 40,5.

'Heare myn god,' sei Alfred, 'dat jonkje ferskroeit himsels noch.' Dokter Drury sei neat. 'Dy hat net safolle mear te keap as dat sa trochgiet.'

Ada gong oerein en rûn nei de erker ta. Se seach nei it hiem. Har hart sloech har heech en rêd yn 'e kiel. De poarperen knoppen yn de eskdoarnen bij de dyk lâns wienen al dik. It wie krekt as wie in swerm holders yn de beammen flein. It hie der wol wat fan dat de knoppen te ier iepengean soenen en dan soe in lette maityd se fêst knoeie.

Twa dagen lang gappe de lytse Free troch grouwe griengiele snottebongels hinne smûgend nei it libben. Dokter Drury mompele wol fiif, seis kear tsjin himsels dat er net begripe koe wat it keardeltsje yn libben hold. Hij hie al lang stikke moatten yn syn eigen boarst. De koarts gong op en del. Nachts sakke dy nei 38,3, oerdeis gong er omheech nei mear as 40.

Ada gong ferskeidene kearen nei har sliepkeamer om harsels yn in pantsje leech te melken. It naam even tiid om te learen hoe't dat moast. In frouljusspien is ferlike mei in kowe-oer in heel oar ding. Men hie net folle hâld oan in frouljusspien. En it help ek net om yn it hele boarst te knipen, likemin as it dat die om yn it hele jaar fan in ko te knipen. En de molke kaam der ek helendal strjemme út. Mar op de ien of oare manier slagge it. 'Dat fielt wol heel frjemd.'

Bûten skynde beide dagen de waarme sinne. De poarperen knoppen begûnen wjokjes te krijen. Ada seach dat Alfred stie te popeljen om syn hjouwer te siedzjen. Op de jûn fan de tredde dei feroare de kleur fan de flibe fan de baby fan in grienich giel yn in flau giel, wylst de wangen fan helderread ferkleuren nei in syklik wyt. Syn siken kamen as stoom troch koaitsjende hjouwermout hinne nei bûten. Dokter Drury naam syn temperatuer ôf: 40,6. De pols wie 170. 'No, dêr ha we it dan.'

Ada har hart begûn sa fluch te slaan dat se in rût op in kier sette moast. 'Leave Heare Jezus,' flústere se, 'lit dy beker oan ús foarbijgean.'

Alfred stie achter dokter Drury. 'As er no net gau begjint te switten ...'

Ada kjirme deabenaud: 'It is God Syn wil.'

Al gau begûn it sykheljen fan de baby te saksearjen. 'Aha.' Dokter

Drury hong mei syn swiere skouders yn de widze. Hij naam nochris de temperatuer op: 39,1. De pols: 120. ‘Dat is better. De koarts is brutsen.’

Alfred liet syn knokkels knappe. ‘Dat, of hij stjert.’

Ada lei de hân op Alfred syn earm. ‘Toe no, Alfred.’ Fuort dêrnei begûn de baby wer fluch te sykheljen, noch flugger as dêrfoar. Syn siikwyt gesicht waard donkerpears. Dokter Drury naam de temperatuer op: 41. De pols: 174. Hij sykhelle fluïtsjend. Alle trije hongen se oer de widze hinne, strak nei it opswold gesichtsje sjend. Wylst se taseagen rûnen lytse, heel lytse switdriepkes út syn foarholle. It wie krekt as seagen se de wrâld omfallen.

‘Sjoch dat ris, sjoch ris,’ rôp Alfred. ‘Hij is oer it slimste hinne.’

De switdriepkes waarden al gau grouwe switdrippen. Ada naam in droech wasklapke en dipte hoeden it focht op. Alfred fielde ûnder de tekkens. ‘Hij is sa wiet as in dweil, dokter.’

Dokter Drury naam lytse Free syn temperatuer nochris op: 39. Pols: 110. ‘Jawis, hij hat it oerwûn.’

‘Is dan de krisis echt foarbij?’ frege Ada.

‘Hij hat it oprêden, Ada.’

Alfred ✧ 18

Al gau koe baby Free yn in bernestuoltsje sitte. De sinneskyn tsjoende roazen op syn wangen. Sa gau’t Alfred tocht dat de jonge âld genôch wie, begûn er wylde spultsjes mei him te boartsjen. Hij mocht him graach bij polzen en ankels pakke en him yn de rûnte swaaie, dan wer heger en dan wer leger. Free hold fan dat sabeare fleanen. Hij geide it út fan wille, elke kear dat er hast oan ’e solder ta omheechfleach. Bij it op en del swaaïen fan Free dûnse Alfred kreaze pirûetten op syn teannen. De twa lytse polzen pasten presys yn syn rjochterhân, wylst de twa smelle ankels yn syn linkerhân pasten.

Ljocht fan de treklampe skittere yn Ada har gouden hier. ‘Alfred, ik wit net oft it wol goed is dat it bern sa laitsje moat.’ Alfred liet Free noch in kear dryst omheechfleane en hold him doe, op it heechste punt, eventsjes tsjin de solder oan. Wer klonk der in hearlike bernelaits út Free syn kiel. Alfred liet him nei de flier dûke en smiet him doe wer de loft yn, wêrbij’t er him even losliet en him doe, krekt op tiid, wer opheinde, foardat er foel. Free skattere it út.

Ada glimke nei Free. ‘Do fynst it moai om in sweltsje te wêzen, hè?’

‘In earn, bedoelst,’ sei Alfred. Free skopte mei syn fuotsjes om mear. Alfred wie der al fan begûn te pûsten. ‘Nee jonkje, genôch foar hjoed.’

Trije moanne letter, op in jûn begjin oktober nei iten, klom Free wer oerein fan de flier en hold him oan in stoel fêst. Alfred seach dat. 'No him syn earste stap sette litte.'

'No no. Lit him dat op syn eigen tiid dwaan.'

Alfred stiek him toch beide hannen ta. Free lake syn skrandere bernelaits. 'Kom dan, kom dan,' lokke Alfred him sûntsjes. Free swaaide mei ien hân en hold him mei de oare fêst. 'Ada, leave, ik wol wedzje dat er syn earste stap gau genôch sette soe, asto dyn boarst nei him taholdst.'

Ada skodholle laitsjend. 'Der is gjin haast.'

'Mar fan dat stel dat yn jannewaris geboaren is, wol ik dat hij it earste rint. Do witst wol, dy jonge fan dikke John. En dy jonge fan Hal Haber, en dy Catherine fan Bill Haber. Allegearre.'

'Nee, Alfred. As de jonge te gau rint, kin er letter problemen mei syn gewrichten krije. Sa't ik dy ek ha.'

'Ik wist net datsto te gau begûn wiest te rinnen.'

'Mei njoggen moanne. En ik hie goed lêst fan de knibbels doe't ik tolve wie.'

'Dat wienen allinne mar groeistûpen.' Alfred sakke op de knibbels en stiek de hannen út, oant dy mar in hânbreed fan de jonge ôf wienen. 'Kom mar.' Mar Free woe dy stap net sette.

'Ik wit wol wat dij komme litte sil, jonkje.' Alfred helle syn horloazje foar it ljocht en slingerje it hingjend oan it gouden kettinkje foar syn gesicht hinne en wer.

Free stiek syn rûne tonkje út de mûle en syn gesicht waard earnstich. Even letter griep er dernei.

'Hee, net sa hastich,' lake Alfred, wylst er it horloazje weromloek. Free stoarre de hele tiid fassinearre nei it hinne en wer slingerjende horloazje. Alfred hold it even tsjin it jonkje syn ear. 'Wat fynst dêrfan, h'n?' Der loek in troebele fiere blik oer Free syn eagen. Alfred liet nochris it horloazje krekt bûten syn berik slingerje. 'Sjochst it wol?' Free stoarre nei it slingerjende horloazje. Ynienen die er twa stappen nei foaren, stiek de hân út en griep it horloazje yn syn lyts fûstke.

'Tsjongel!'

'Alfred, hoe bestiet it!'

Alfred wie út 'e skroeven. 'Sjoch him ris. Hij hat it dien. De earste stappen as in minske set.' Ada har eagen waarden wiet.

Alfred tilde it jonkje op en helle him ris flink oan. Doe gong er mei it jonkje op de skoat yn syn skommelstoel sitten en hij liet him in skoftke mei it horloazje boartsje. Free hold it horloazje tsjin it ear, draaide it om, harke wer even en besleat dat de bêste manier om it te besitten wie om it troch te slokken. 'Hee, dat kinne wij net hawwe. Dan

krije we ôfgryslík pine yn it liif.’ Alfred moast it jonkje it horloazje út syn hantsjes skuorre, sa stiif hold er it fêst. ‘Dy lytse smycht hat al aardich knyp.’ Alfred burch it horloazje op.

Free tocht dêr in skoftke oer nei – en begûn doe te razen.

‘Nee, sa kin it wol wer, fan ’e jûn net mear.’ Free balte noch lûder. Alfred fronsele en moast tagelyk ek wat laitsje. ‘Man, as er wat yn ’t sin hat, dan is er dêr net fan ôf te bringen.’

Ada stiek de earms nei him út. ‘Hjir, jou him mij mar. It is toch al tiid om te drinken.’ Dêr hie Free noch minder sin oan. Doe’t Ada har boarst yn syn mûle stiek, blubbere hij it mei de tonge fuort.

‘Wat in mâl sin,’ ferbaasde Alfred him.

Ada lake. ‘Wêrom giest net even nei bûten om him mei mij allinne te litten. Even út syn eagen.’ Skodholjend pakte Alfred syn pet en gong nei bûten.

Alfred hie heard dat it weeshûs yn de fallei, it Sioux Tehûs foar Jonges, in pear pûkbêste jonge Shorthornboltsjes te keap oanbea. Se wienen twa jier âld, wienen ûnthoarne en klear om mei te fokken. Alfred hie de Shorthornko heech fanwege it fleis en de molke en woe syn kij ûnder in goede Shorthornbolle sette. Syn twa kij, Trije-oer en Belle, wienen foar it grutste part Shorthorn, lykas Reddy en Bles, de twa rieren dy’t er dy hjerst bij in boelguod kocht hie. Adam Erdman, eigener fan it weeshûs, brocht it jonge boltsje op in sinnige dei nei him ta. Adam ried op in lytse stevige fos, dy’t achter de bolle oan rinnen bleau, hoe’t dy ek omkeare woe. Alfred seach se op de dyk oankommen. Hij draafde om it stek bij de skuorre iepen te dwaan, seach even oft de kij wol in goed ein fuort wienen yn it lân, sleat Swalker yn de skuorre op en haaste him doe nei de dyk om te helpen it beest syn hiem op te krijen.

It wie in prachtich boltsje. Hij hie in brede wite platte kop en hege kante reade skoften mei koarte sterke poaten. Mar hij wie noch sa jong dat er noch net goed wist wat er woe. Hij wie opgroeid mei oare jonge boltsjes, hie sûnt er bij de mem weihelle wie allinne mar ferkeard tusken oare boltsjes en wie fan it sintrum troch al dy roken bij de dyk. Dan wer hie er yn de berm it soppige gers stien te fretten, om dêrnei tsjin it stek oan te botsen, om dêrnei wer te besykjen om bij de ruter lâns te kommen en nei hûs te gean. Adam syn hynder jage him de hele tiid nei foaren.

Doe’t it boltsje bij it paad kaam, begûn Alfred mei de earms op en del te swaaïen om him ôfslaan te litten. ‘Hui, hui, toe dan!’ It boltsje stoarre Alfred mei de kop omleech oan, tocht even nei en skeat doe nei links it hiem op. ‘Moai sa,’ rôp Alfred. It boltsje draafde rjocht op de skuorre ôf, oant er yn syn eachhoeken de wetterbak seach. Doe stie er

stil. Mei de boppelippe ferhearlike opkrôle snúfde er de lucht op, dy stie him oan en hij sjuttele derhinne en begûn te drinken.

In goede tritich stappen achter it boltsje loek Adam oan de leie. It wie in koart ljocht mantsje fan sa'n tritich jier âld, mei fan natuere in twinkeling yn syn eagen. Hij stie bekend as ien fan dy goddeloaze ateïsten, mar stie tagelyk ek op de iene of oare manier bekend as in goedhartich man. De wezen dy't er ûnder syn hoede hie, holden fan him. Alfred fernaam dat der in sigentsje út it suden stie. 'As ús jonge hear wat opsnúft fan dat frouljusspul dêr fierderop giet er miskien út himsels troch de hikke.'

'Hawwe jo dêr ien dy't deunsk is?'

'Ja. Reddy, in rier.'

'As er wit wat dat betsjut.' Adam seach nei dêr't de kij weiden. Hij leunde mei de earmtakke op de sadelknop. De fos ûnder him sloech loom mei de sturt nei de lêste miggen fan dat jier. 'Dat reade rier dêr?'

'Ja. Dy mei de sturt wat omheech.'

Adam glimke. 'Dat wurdt in hele aardichheid om te sjen.'

Nei in skoftke hie it boltsje genôch dronken. De kop kaam omheech. Glinsterjende wetterdruppen rûnen bij syn rubberachtige noas del. Under syn read-wite facht beweegden de spieren soepel. De twa mannen wachten.

Doe pikte it boltsje de frjemde nije rook op. Syn wite snút skeat omheech. Hij snúfde oant syn boppelippe fan de toskten krôle. Noch ien kear snuve en doe spatte er bij de trôge wei en draafde er troch de iepen hikke. Op in sjutteldrafke gong it rjocht op de twa kij ôf en de twa rierren fierderop. De fjouwer beesten seagen op fan it weidzjen. De meast tichtbij steande wie Reddy, it rier, sels amper mear as twa jier âld. Har reade sturt, in hânbreed omheech bôgjend, swypke wat loai nei in stikmannich miggen op har skoften. Alfred koe it spul net sa goed besjen as Adam op syn hynder, dat hij sprong op it lid fan de wetterbak.

It boltsje tocht earst dat dat frouljusspul dêr de fijân wie en dat hij dy dus omrame moast. Baltend stode er derop ta, mei de kop omleech en klear foar Reddy. Dy stiek de flapearen op. Sa'n tsien stappen fan har ôf fernaam er de folle woldie fan Reddy har nuvere en hearlike rook. In pear meter fan har ôf kaam er stokstiif ta stilstân.

'No goed sjen.'

In elektrise lading skeat troch it boltsje hinne, sterk genôch om him huverje te litten. Syn achterein bôge in pear kear yn ûnwillekeurige oefenstjitten omheech. Reddy draaide har heal om en bea him sa har achterwurk oan. As wie dat it teken kaam it boltsje yn beweging, skeat op har ta en besprong har, en mei de eagen ticht dreau er syn glânzgjende rapier nei binnen, it tagelyk ferheard en fersmoard útbaltend. Hij glied

fan Reddy ôf en foel mei in swiere klap helendal yn de sûs oer de grûn. Hij lei dêr as wie er mei in aksebile yn 'e sûs slein.

‘Godsamme,’ rôp Alfred út.

‘Ja, no wit er wat it is om in man te wêzen,’ lake Adam. Alfred moast doe ek laitsje. Hij sprong fan de wetterbak ôf. It boltsje begûn te spinpoatsjen en kaam nei in pear tellen wer ta syn sûpe en stút. Hij sprong fuort wer oerein en seach om him hinne. It earste wat er seach wie it rier Reddy, dy’t de sturt noch wat heger optild hie. Hij stoarre nei har, rûn wer nei har ta en besnúfde har. Stadich krolle syn boppelippe wer yn in soarte fan gnyskjen omheech, as yn in kramp. Syn romp dune in pear kear op en del. Doe besprong er har de twadde kear en stiek wer ta mei syn rapier. Ditkear rekke er net yn de sûs. Ynstee glied er betochtsum fan har rêch ôf.

‘No, Alfred, dêr hast in bêste bolle oan.’

‘Leau ik ek.’

Doe’t Alfred dy jûns Ada oer dat foarfal fertelde, lake se helendal net.

‘Fynsto dat net grappich dan?’

‘Nee.’

‘Net iens in bytsje?’

‘Nee.’

‘Froulju!’

Op in nacht begjin novimber, doe’t se beide al op bêd leinen en it ljocht al út wie, fertelde Ada dat se ergens yn july dêrnei in twadde lytse gast ferwachtsje koenen. Alfred wie ynein fan de hele dei maisplôkjen en hie mar amper wakker bliuwe kinnen, mar bij har nijs gong er rjocht op op bêd sitten. ‘Noch in baby?’

‘Ja, Alfred.’ Se lei leafdefol in hân op syn earm. ‘En ik bid God dat it ditkear in famke wêze mei.’

‘Ja, in lytse helpster foar dij yn 'e hûs.’

‘Mar no ha ik in probleem. No’t de twadde baby ûnderweis is, kin ik better ophâlde mei Free it boarst te jaan. En gau ek, of oars nimt dat wat wei foar de twadde wylst ik dy draach.’

‘Ja, dat is wier. Ik doch itselde mei de kij. Ik set se droech as de bolle se tafallich wat te gau rekket.’

‘Ja, mar Free sil dat net sa aardich fine. Hij drinkt noch altyd in heel miel nêst de maisbrij en de hjouwermout dy’t ik him jou. Hij is sa hongerich.’

‘Ming der elke dei wat kowemolke bij mei ek wat mear maisbrij, krekt salang datst it ferskil goedmakke hast.’

‘Goed idee, Alfred.’

Lytse Free hold wol fan de ekstra poarsjes maisbrij en hjouwermout en iet dy skjin op. Mar wat mear dat Ada it boarstjaan ynkoarte, wat minder dat syn sin waard. Hij wist it ferskil tusken kowemolke en tate, en begûn in soad te krimmenearjen en gûlde in grut part fan de dei.

As er nachts gûlde, moast Ada derút om him del te bêdzjen. Alfred wurke o sa hurd en hie ferlet fan alle rêst dy't er mar krije koe. As lytse Free net rêstich wurde woe, moast se him op it lêst wol it boarst jaan.

Der gongen in pear wiken foarbij. Alfred en Ada leinen wer op bêd en lytse Free begûn yn syn ledikantsje wer drokte te meitsjen en te krimmenearjen.

‘Dat kring,’ mompele Alfred ûnder syn grutte noas.

Ada suchte: ‘Hij mei mar al te graach nachts oan it boarst lizze.’

‘Hasto de styk al besocht dy’t we kocht hawwe?’

‘Dy spuit er út as wie it fergif.’

‘Miskien is it tiid om him ris in goede reis te ferkeapjen.’ Lytse Free skopte even fûleindich yn syn ledikantsje. Doe sei er heel dúdlik: ‘Num num.’

Ada gong sitten. ‘Heardest dat?’ Alfred grommele.

‘Dat wie syn earste wurd.’

‘Nee, it is it lûd dat er oan it boarst makket.’

‘It like mij ta dat er sei fan “mem, mem”.’

‘Nee. Dat tinksto mar. Hij is noch net âld genôch om te praten.’

‘Ik wit net.’ Ada rôp sacht nei it bedsje: ‘Wol baby mem ha?’

‘Num num.’

Ada joech Alfred in dúst. ‘Sjochst wol? Hij sei wol degelik “mem mem”.’ Se skode it dekbêd fan har ôf.

Alfred die de eagen iepen. ‘Wat silst no?’

‘It boarst jaan fansels.’

‘Nee blinder, dat dochst net.’ Alfred gong oerein. ‘Om krekt te wêzen, ik wol datst no fuortdaalk ophâldst mei him it boarst te jaan.’ Ada siet mûsstil, ynienen in stiïfkoppige mem. ‘Ada, do moatst ergens in grins lûke.’

‘Mar do bist dyn sliep noadich.’

‘Moarn bin ik mei it mais klear en dêrnei kin ik wol in wike sûnder sliep as it moat. We moatte dy jonge leare wat kin en net kin. We kinne him net de baas spylje litte. It is noch mar sa’n pjut.’

‘Dus we litte him no dan mar trochgûle?’

‘Ja. Salang dat er syn nocht krijt.’

‘Dat is wreed, Alfred.’

Free syn beppe kaam in wike oer foar Thanksgiving. Lytse Free hie noch altyd net syn gûlen opjûn. Moarns waard er wol sêd fan it iten dat

er krige yn syn boardsje, mar tsjin de middei, tsjin iterstiid, begûn er grinend achter Ada oan te bokseljen, as se de tafel diek, en hong er oan har skelk om num num te grinen.

‘Oant no ta hat it altyd sa’n goed berntsje west,’ klage Ada. ‘We ha noch noait spul mei him hân.’

Alfred sei oer syn pipestâl hinne: ‘Dat komt, do hast him bedoarn.’

De beppe seach him oan mei har pike-eagen. ‘Myn dochter is te ferstandich om har bern te bedjerren.’ Alfred moast laitsje. Hij fûn beppe har lilken altyd wat komys.

‘Wêrom boartest net wat mear mei him?’ ferfette se. ‘Ja, ik bedoel dij, syn heit.’

Alfred lei de piip del. ‘Frommes, dat haw ik, mar it iennige dat him stil kriget is him yn de rûnte te slingerjen, en Ada is dêr no ek wer net sa gek op. Bang dat er dêr oerémis fan wurdt.’

Beppe prebearre it mei in wyt pipermuntsje yn in puntsje fan in bûsdoek. Mar dat woe Free ek net echt, en tsjin de tiid dat de trije folwoeksenen ta wienen oan har jirpels en fleis, siet er wer te gûlen. Op it lêst moast Ada him opkrije en op har skoat sette.

Alfred skepte foar de twadde kear fleis en koal op. ‘We hawwe noch wat whisky oer, toch?’

‘Wat woest dêrmei?’ snurre beppe.

‘In whiskyboarst meitsje. Dêr sil er wol fan sliepe.’

‘En sa in dronkelap fan him meitsje?’

Lytse Free loek oan it jak fan syn mem. Alfred skepte doe in board waarme rys op. Hij die der in pear klodders bûter op dy’t direkt teraanden ta gouden eilantsjes. Dêrnei struide er der wat kaniel en sûker oer. Dat wie in hearlik gerjocht. ‘Dat fan dy whisky, dêr ha jo gelyk. Mar as jim froulju him stiifkoppich bedjerre wolle ...’

Beppe sei grimmitich oer har board hinne: ‘Do ferjitst dat in part fan de jonge fan myn bloed is. Fan de Alderlings. Fan heger komôf.’

Alfred snúfde ferachtlik. ‘No klinke jo as ús beppe yn Sioux Center. Dy hat it ek altyd oer har bloed dat fan heger komôf is. Wylst it bloed fan de Alfredsons ek al aardich ynoarder is.’

Ada skodholle. ‘Ik woe wol dat der in manier wie om dat mes tusken jim beiden fuort te heljen.’ Der skeaten triennen yn har eagen. ‘Sa’t jim twa oer jim bloed prate, binne jim krekt in stel feeynspektors út Sioux City.’

Alfred syn noas skeat omheech. ‘Ik hie noait myn kant neamd as sij it net earst dien hie.’ Lytse Free gûlde mar troch op Ada har skoat. Alfred geat himsels kofje yn. ‘Ada, ik ha begrutsjen mei jim heit. As ik elke dei sa mei jim mem libje moast, dan soe ik der wat oan dwaan, dêr stean ik dij foar yn.’

De beppe snúfde. ‘Wat soesto dan dwaan, h’n?’

Alfred sette syn kopke mei in felle tik op it pantsje. ‘Ik soe jo oer de knibbel lizze, jo rok omheech lûke, en jo op jo bleate achterwurk in ûngenedich wan bruien jaan. Want ik lit mij net sa behannelje, frommes.’

Beppe waard fjoerread. ‘Dat soest noait in kear dwaan!’

Ada moast dêrom laitsje. ‘It soe oars wol in moai gesicht wêze.’

‘Hjir, lit mij dat bern even fêsthâlde,’ sei Alfred. Hij naam de jonge fan Ada oer en plante him stevich op syn linkerskonk tsjin syn boarst oan. Hij pakte it jonkje syn eigen komke brij en sette it yn syn eigen board, naam Free syn sulveren leppeltsje en skepte in mûltsjefol op. ‘No, jongkeardel, ris sjen oftst ite kinst wat goed foar di is.’ Lytse Free wie opslach stil. Hij seach mei grutte blauwe eagen omheech nei syn heit. In skoftke letter die er de mûle iepen en akseptearre in leppelfol. ‘Sjogge jim wol?’ sei Alfred.

Beppe wie jaloers. ‘Hij is bang fan di, dêrom hâldt er him no koest foar di.’

‘Nee, hij wit dat er bij mij net syn sin krijgt troch dwers te wêzen. Want hij wit wa’t de baas is.’

Ada seach dat mei opluchting oan. Se iet gau har iten op foardat it noch kâlder waard.

Alfred fuorre de jonge sûnder problemen de rest fan de brij op. ‘Skjin op. Ynoarder, jonge.’

Lytse Free bleau ek stil doe’t Ada út de Bibel lies en Alfred it tankgebed útspriek. Beppe seach as woe se dat se de jonge opstokelje koe om wer te gûlen. Neidat Alfred de kachel bijfuld hie, naam er Free mei nei syn skommelstoel en spile er wat wyskes foar him op syn harmoanika.

Free waard heel stil. Syn eagen seagen strak nei it glânzgjende ynstrumint yn Alfred syn linige hannen. Om acht oere wie it tiid foar Free om op bêd. Alfred joech him oan Ada oer en sij ferskjinne him foar de lêste kear, loek him syn broekruft oan en strûpte him it nachthind oer de holle. Se boarstele it no ljochte hier. It jonkje mocht wol oer al dat gedoch en glimke Ada hieltyd leaf oan. Mar fuort doe’t se him yn syn ledikantsje lei en sels noch foardat se him ynstopje koe, begûn er wer te balten, lûder as oait dêrfoar. Ada skommele it ledikantsje wat hinne en wer, mar dat help net.

‘Gean bij him wei,’ rôp Alfred út syn skommelstoel wei. ‘Gean bij him wei. Doch de doar ticht en lit him mar raze.’

‘Myn dochter wit bêst wannear’t se ophâlde moat mei widzjen,’ sei de beppe oan de oare kant fan de gloeiende koalekachel.

Ada flústere him mei klam ta: ‘Do ûndogensk jonkje, kinst mar better sliepe, of heit sil di pakke.’

Alfred mocht graach nei de sunich gloeiende koallen sjen wylst er

neimimere oer de foarfallen fan de dei. It wie him in freugde om oan it goede wurk te tinken dat er dien hie. It buorreljen yn syn mage fiele dan altyd goed oan. In helderblau koaltsje rûgele fan de gleone oranje bulte ôf yn de fulkachel. It tikke sûntsjes tsjin it tichtstbije mikagleske oan.

‘Ssst, baby,’ mompele Ada. ‘No moatst stil wêze. Toe dan.’ Lytse Free wie liik dat se it weagen om him dwers te sitten. Hij woe oan it boarst en no fuortdaalk. Hij balte sa lûd as er koe.

Alfred sette de fuotten op de flier. ‘No ha ’k myn nocht.’ Hij trêde nei it sliepkeammerke, blaasde it nachtlampke út, griep Ada bij it skouder en treau har de wenkeamer yn. Doe die er de doar achter har ticht. ‘No dan. Do bliuwst hjirbûten, begrepen?’

‘Hij raast alles bijelkoar salang’t we neat dogge.’

‘Fansels raast er. Lit him mar.’ Troch it útdwaan fan de lampe en it klikken fan de doar wie Free even stil. Dat wie helendal net wat er ferwachte hie.

‘Sjochst no wol?’ sei Alfred.

‘Mar dat is mar eventsjes. As er opnij begjint, dan raast er oant er himsels wat oandocht.’

‘No, as er dat docht, dan bliuwe wij hjir krekt salang sitten dat er op it lêst syn nocht krijt en ophâldt. En as er ienkear leard hat dat er, as it ljocht útgiet en de doar ticht is, likegoed ophâlde kin mei janken, omdat it toch neat helpt, dan hâldt er wol op.’

‘Mar dat is gemeen,’ sei beppe.

‘En dat is it noch mear, as we him dat net leare. No, foardat er yn de grûn bedoarn wurdt. En sa’n bedoarn jonkje wol ik net.’ Alfred wiisde nei de skommelstoel fan Ada. ‘Gean dêr sitten, frou. Op jo gemak. Jo geane nergens hinne, teminsten net yn de rjochting fan de sliepkeamer.’ Mei tsjinsin, mar mei in sucht fan ferlichting, gong Ada lang om let sitten. Alfred die dat doe ek. Alle trije skommelstuollen kreaken. De kachel knapte rêstich. Fiif minuten gongen foarbij. Doe klonk der ynienen in werklik poerlik bernegeraas achter de sliepkeamersdoar.

‘Hark ris,’ sei beppe oer har klikkende breidpriemmen hinne.

‘Gewoan sitten bliuwe,’ hiet Alfred har.

Tsien minuten gongen foarbij. It jonkje raasde dan wer in oantal kearen o sa lûd en dan wer sûntsjes. No en dan waard er even helendal stil, as wie er der wis fan dat se no wol spyt krije soenen en komme soenen om him syn sa bemind numnum boarst te jaan. En dan barste er wer los.

Alfred stoppe syn piip en stiek dy oan. Hij begûn it fan binnen waarm te krijen en tocht: ‘Dat ferdomde bern. Tinkt dat er hjir de baas is. No, dêr moat er noch marris oer neitinke. En oars mar op syn weake reade poepertsje.’

De beppe spatte oerein. ‘No hat er genôch gûld. Ik wol net dat myn

iennige beppesizzer himsels wat oandocht troch sa te gûlen, omdat er in bullebak fan in heit hat.' Se skommele nei de sliepkeamer.

Mar Alfred wie har te gau ôf. Hij kearde har tsjin. 'O nee, gjin sprake fan.'

De beppe plante it gouden briltsje steviger op de noas en seach him gleon oan: 'Oan de kant, do meunster.' Alfred stoarre har sa strak oan as er mar koe. Om Ada har lippen krolle in nuveraardich glimke.

'Beest! Oan de kant. Ik wol myn beppesizzer fan dyn wreedheid rêde. It is noch mar in behindich babytsje.' Se stode op him ôf en botste tsjin him oan as in breed dûnsbêd dat om in bêdstile tearde. Alfred stroffele achterút mar hold himsels steande.

Beppe plante nochris de bril stevich op 'e noas. 'Wêrom joust mij no net in feeche, do smoarch beest? Slachst mij net tsjin de grûn? Yn pleats fan dêr mar te stean? Ik wit datst dat graach woest, dat wêrom dochst it dan net?' Alfred stoarre grimmitich op har del. 'Hij is dêr oan it deagean. Lit mij deryn!' Se fleach wer tsjin him oan. Alfred, no echt opsternaat, joech har in triuwke achterút.

Dat hie beppe net ferwachte, en se stuitele in pear stappen tebek. Ada gong stean. 'Hee,' sei se, 'triuw ús mem net oan 'e kant.'

'Sis har dan dat se har fatsoen hâldt,' snurre Alfred werom. 'Sis har dat se net ferjitte moat dat se hjir yn myn hûs te gast is.' Ada waard ek poer en stode ek op Alfred ta en tsjin him oan. Beppe seach har kâns. Wylst Ada Alfred fuortreau prebearre se har gau oan de oare kant foarbij te slûpen. It slagge har om de doarknop te gripen foardat Alfred har seach.

'Hee dêr!' rôp Alfred. 'No is it dus twa tsjin ien?' Doe moast er laitsje, al dat sachte fleis tsjin him oan ... it wie krekt as focht er mei twa sachte heabulten, in grouwenien en in hegenien. Hij sloech in earm om beiden hinne en stinnend treau er har achterút de keamer troch, dat se wankelen. En foardat se wer bijkomme koenen, pakte er syn skommelstoel, plante dy foar de sliepkeamersdoar en gong derop sitten. 'Sa,' sei er, 'no sille we sjen wa't hjir de baas is.' Ynienen waard it jonkje oan de oare kant fan de doar stil. 'Sjoch,' sei Alfred, 'hij is einliks opholden. Hij hat himsels yn 'e sliep gûld.' In bytsje as ferstuivere briedhinnen gongen se stadich wer yn har skommelstuollen sitten.

Al gau hearde Alfred, dy't achteroer leunde, it jonkje suchtsjen, en doe noch in kear, en doe mei in licht bernesoarkjen rêstich wurden. Hij glimke. 'No, jimme twa. Tenei stoppe jim him yn, blaze jim it ljocht út, sizze beslist mar freonlik goenacht, en geane dan de keamer út. Doch dat in pear kear, en jim hearre noait wer in kik fan him nei't jim him op bêd brocht hawwe. Begrepen?'

De beppe snúfde. 'Do kinst yn de simmer de sinne net útblaze.'

Free makke de jûns dêrnei noch wol wat drokte doe't se him op bêd brochten, mar it duorre net lang of hij lei yn in djippe sliep. Dêrnei wie der neat mear mei him te rêden.

In wike letter, doe't beppe wer fuort wie, kaam Alfred út de stêd thús mei twa kado's foar de jonge, in bernestoel en in teddybear. De bernestoel wie in moai ding. Makke fan goudkleurich ikehout mei in grut opklapber blêd. De teddybear wie alderaardichst. Syn facht wie kanielkleurich, mei in blauwe strik ûnder it kin, en syn eagen wienen swart-wite knoopkes.

'Hoe hast dat foarelkoar krigen?' frege Ada har glimkjend om dy geskinken ôf. 'Is dat net ridlik djoer?'

'Ja, mar ik tink dat it dat wol wurdich is.'

Free stie midden yn de keuken doe't se útpakt waarden. Hij stie rûn fan de winterklean. Ada knibbele nêst him. 'Is dat net leaf fan dyn heit? Dat er dyn krystgeskink en jierdeiskado sa betiid keapet?' Free stoarre nei de glânzgjende stoel en de teddybear.

Alfred sei: 'Aanst ûnder iten setst dy stoel nêst myn stoel. Tenei jou ik him iten.'

'Dat is goed, Alfred.'

'En dy teddybear is foar him om yn de winter mei te boartsjen. Fan 't simmer kin er dan mei Swalker ûnder de beammen boartsje.'

'Hoe bist op in teddybear kommen?'

'No, de jonge hat ferlet fan in boartersmaat. En ik wie net fan doel him in poppe te keapjen en him sa te betsjoenen.'

Free besleat al gau wat er it moaiste fûn. Hij boksele nei de tafel en stiek de hannen nei de teddybear út. Dy naam er yn syn earms. De bear wie hast like grut as hij wie. Hij ûndersocht him sekuer, de eagen, de strik, de búk, syn achterwurk, om te sjen oft er dy wol hie, en doe sloech er, de bear berûkend, de earms om him hinne. Dêrnei woe er net sliepe as er syn boartersmaatsje, de bear, net bij him op bêd hie.

Ada * 19

Ada wie thús doe't op seis july de bertefleagen begûnen. Har man Alfred wie in sike buorman oan it helpen bij it foar de lêste kear kultivearjen fan it mais. Free wie bij de beammantel bij Swalker. Se hie oer dy twadde baby foargefoelens hân. Se wie net klear om dy sa gau te krijen. Mar Alfred hie yn oktober dêrfoar sa'n ferlet hân, en hie sa sachtmoedich west, en der hienen safolle nachten west dat se bij it omdraaien yn har sliep tsjin syn hurde roede oanstjitten hie en him kreunen heard hie

fan pine, dat se op it lêst, doe't er har stevich bij it bil beetpakt hie, harsels foar him iepene hie. Se hie út har ûnthâld net it byld útwiskje kinnen fan syn roede dy't bûten syn nachthimd útstiek dy kear, dat er de lampe oanstutsen hie om te sjen wêrom't Free sa omwrotte. Yn it sachte gouden ljocht hie it útein dêrfan in prachtige sûne gloede hân, rôs en helder fan kleur. It hie har tinke litten oan dy passaazje yn de Bibel dêr't stie dat de Israeliten nachts laat waarden troch in kolom fan fjoer. Nee, de Heare hie hjir net yn west. Soms wie it ferkeard om begrutsjen te hawwen mei in man. Dat, se wie swier fan it twadde bern mei lijen de wintermoannen trochkommen.

It wie om njoggen oere hinne doe't de earste fleach takniep. Dy kaam mear as in ûnbestimde triuw en net as in lokkige traap. Der wie ek net de rook fan wylde roazen. De twadde fleach kaam in oere letter. It soe ien fan dy stadige kreambêden wurde, in minnenien. It earste dat te dwaan stie, wie om it hûs op oarder te bringen, sadat alles gewoan trochgean koe salang't se op bêd lei. Beppe koe net delkomme, omdat pake him net goed fielde. As de dokter klear mei har wie, soenen sij en Alfred har in skoft sels rêde moatte. De tredde fleach kaam om kertier foar alven. De fjirde om healwei tolven. Se hie tsjin tolven de boel knap op oarder, doe't it har te binnen skeat, dat se in skoft lang helendal neat fan de jonge en de hûn fernommen hie.

'Dy hawwe dêr wol ôfgryslík stil west.' Se rûn nei it rût fan it sliepkeammerke achter en seach nei it noarden, nei de beammantel dêr't de twa meastal boarten. Neat fan har te sjen dêr. Doe nei de miggedoar foare, en mei in hân boppe de eagen speurde se it hiem ôf. Dêr ek gjin spoar fan har beiden. Se stoarre it hiem oer, de meast skriklike dingen tinkend, bang, en mei frjemd bûnzjend hart. Mei ien hân om har búk en de oare op har hart stapte se nei bûten en rôp lûd en dúdlik: 'Free, wêr bist, jonkje?' It die har sear ûnder de ribben om sa te roppen. 'Free?'

Gjin antwurd.

Se rûn achterom en in eintsje dat op nei de walnuten ta. 'Free, it is tiid om te iten, jonkje. Jumjum.'

Gjin antwurd.

'No wêr yn de goedichheid kin dat ferdulde bern sitte?' Se seach nei it fjild weagjende ljochtgriene hjouwer op it noarden. Ek dêr gjin teken fan syn wyt kopke of de gouden sturt fan de hûn. Dêrnei rûn se achter de maiskrêbe en seach nei de rigen weagjend donker mais op it westen. It mais stie op it punt om plommen te krijen. As se dy rjochting op swalke wienen, soe se har noait fine.

'Miskien kin ik de hûn roppe en dan komt Free ek wol.' Se rôp sa lûd as har swier liif har tastie. 'Swalker, kom, kom Swalker!' Se

fluite ferskillende kearen. ‘Swalker?’ Neat te sjen fan syn swaaiende gouden sturt. Se sei bij harsels: ‘Der moat help komme.’

Doe’t se dat nei de skuorre út gong, waard se troffen troch de folgjende fleach. Dy griep har sa fûl oan, en makke har sa slop yn ‘e knibbels, dat se har op hannen en fuotten oer de grûn sinke litte moast. ‘O Godddd.’

Doe’t de pine foarbij wie, klaude se oerein en drafke nei de skuorre. Se strûsde it fuorderspaad oer. ‘Free? Swalker? Wêr yn ‘e goedichheid sitte jim doarakken toch?’ It iennige dat de stilte ferbriek, wie it koeren fan down yn de golle. It feale ljocht yn de skuorre wie grizelich.

Se rûn hastich wer it heldere sinneljocht yn. ‘It is krekt as gean ik dea.’ Mei beide hannen hifke se har molkeswiere boarsten en fieldse se har hart. ‘Mar ik kin noch net dea, der is noch safolle te dwaan. Dit bern krije. Myn dwerse Free grutbringe.’ Se wie bang om dêr, op dat iepen hiem op in moaie heldere sinnige dei yn july, dea te gean.

De wynmole bij de wetterbak begûn te draaien. Der stie krekt genôch wyn om de glinsterjende wjokken draaie te litten. De kamrêden makken in piipjend lûd, krekt as waard in mûs deaknypt. Der flime in nije fleach troch har hinne. Bij it begjin dêrfan fieldse se hoe’t har hart ûnder har hannen stadichoan ta rêst kaam en lykmjittich begûn te slaan. In skoftich hynder waard op it lêst moanne om oan it wurk te gean en lykmjittich te fjouwerjen. Nei in skoftke waard har sykheljen ek wer normaal. Wat nuver dat, sa gau’t har ûnderste helte yn ûnstjoer rekke, har boppeste helte rêstich waard. It wie krekt as in span hynders dy’t noch net leard hienen om tegearre te lûken. Earst wie ien hynder foar, dan de oare.

‘As myn sterke man hjir wie, dan soe er beide kalmearje.’ De fleach gong foarbij. Wêr koe dy ferdulde jonge no wêze mei syn hûn? ‘Free? Swalker?’ Se betocht dat se de deis dêrfoar de jonge betrape hie doe’t er bij de wetterbak nei de riviertongerpodden stien hie te sjen. Alfred hie earder dy deis mei de toatebel yn de rivier fiske en doe’t er thúskaam, hie er de lytsten yn de tank smiten. Fisk hold de tank frij fan mos. Fan kjellens hold se de siken yn. Wie it jonkje dêryn fallen? Ferdronken? Mar wêr wie de hûn dan? In hûn koe eigenlik net ferdrinke yn in wetterbak. Mar dy koe wol bang fuortdrave.

Se rûn derhinne om te sjen. Yn it donkerste griene skimerljocht koe se mar krekt de lytse podden sjen mei har loom wynderjende donkere sturtsjes. Fan de jongen op de boaiem wie neat te sjen. Wer pine. Dy wie sa fûl dat se it útjammere. De kij yn de finne seagen har kant út. Ien fan har, Trije-oer, balte en kaam doe op it stek ôf en stoarre har mei grutte eagen oan. Hij balte noch in pear kear.

‘Free, do lytse doarak, wêr sitsto yn godsnamme?’

In lishin kaam oantoffeljen fan achter it bargehok wei. Der stie dêr bij de sleat in protte heech ûnkrûd. ‘Ek, ek, ek,’ krimmenearre de hin, ‘wat docht myn achterste mij sear.’

‘O,’ sei Ada, ‘wer ien fan jim duvelske hinnen dy’t syn aaien ferskûlet.’

‘Jek, jek, jek, wat docht myn achterst mij sear.’

‘Ut al dat lawaai datsto makkest’ – Ada moast wol wat yn harsels laitsje – ‘kin ik net opmeitsje oftsto no babys leist of allinne mar aaien.’

Om fjouwer oere hinne wie se helendal oerstjoer. Twa kear al hie se it hiem ôfsneupt en de bijgebouwen, mar noch altyd koe se de jonge en de hûn net fine. Se hie ek noch sa’n fiif, seis kear bertefleagen field; mar se wie noch neat tichter bij de befalling. Doe hearde se in motor. Se seach ûnder de beammen troch. Ja, in auto, dy ried krekt oer de heuvel bij Weatherly en in plom gielbrune moude kaam der achteroan. Se drafke fluch nei de dyk om him oan te hâlden. It blik dokter Drury te wêzen.

‘Hoe bestiet it,’ hime se, doe’t se oan de sjauffeurskant op dokter Drury tastapte en de moude fuortwreau fan har eagen. ‘Jo, dokter!’

Dokter Drury skode syn stofbril omheech.

‘Dokter, jo binne krekt de man dêr’t ik ferlet fan ha. Ik kin’ – se moast de hân wer op har hart lizze – ‘Free en de hûn net fine, dokter. En Alfred helpt hjoed de Raths. En no komt der ek noch bij dat myn bertefleagen begûn binne.’

Drury loek de rjochterwant út en fielde har linkerpols. Wylst er dat die, draaide de motor, in Maxwell, ûnder syn mei koper ôfsetten kape sereen troch.

‘Hmm, in bytsje te fluch.’ Hij seach har rjocht yn de eagen. ‘Ik gean dat út nei Rath. Dêr moat ik de âlde Jake Priester ûndersykje. Ik stopje wol even bij Rath om Alfred te sizzen dat er gau nei hûs ta moat om de jonge te sykjen. Gean mar op bêd wylst ik mei de âlde Jake ôfweef. Ik kom daalk werom.’

‘Goed, dokter. Mar ik moat jo wol sizze dat it mei dizze net sa goed giet.’

‘Wat liket der mis te wêzen?’

Ada fielde troch har hannen hinne it regelmjittige draaien fan de motor. ‘Ik lykje net safolle romte te meitsjen foar it bern om der troch te kommen.’

Dokter Drury die syn donkere eagen even ticht. Even letter seach er har freonlik oan. ‘Harkje goed – dit moatte jo dwaan. Rin troch as it kin yn pleats fan op bêd te gean, hinne en wer op it hiem. Ek bij de bertefleagen – ha jo dat begrepen?’

‘Goed, as jo dat sizze. It hat eigenlik al wat holpen dat ik oeral om dy jonge socht ha.’

‘Presys. No, as jo it goed fine, gean ik fierder nei Rath en dan de âlde Jake Priester.’ De rem loslittend en de gashendel oanlûkend ried Drury mei faasje en stowend grint fuort.

Tsien minuten letter kaam Swalker, wylst se foaroer stie bij wer in fleach, achter har oantrippeljen. Se hie net yn steat west om troch te rinnen en seach Swalker te let om te sjen fan hokker kant er kommen wie. Syn gouden sturt hong nei de grûn, syn rêch stie krom. Hij hime sûntsjes mei de reade tonge út de bek.

Doe’t se wer rjochtop stean koe, stiek se de hân út om him te streakjen. ‘Wêr is Free, Swalker? Hê? Wiis mij oan wêr’t er is.’ De goudbrune kop fan Swalker sonk noch wat leger.

‘O myn God, de jonge is dea, oars soe Swalker him noait allinne litten hawwe.’

Mei ratteljende ploechizers kaam Alfred it hiem opfjouwerjen. Duke en Dan hienen it skom op de bealch stean. Alfred stie op de tiksel de hynders te swypkjen. Hij like krekt op dat skilderij fan Ben Hur, de weinmenner. Hij loek ferheftich oan de leie. ‘Ho!’ En stoppe neist har midden op it hiem. ‘Hast him al fûn?’

‘Nee, Alfred.’

Alfred wie dweiltrochwiet fan it swit. Hij seach de hûn yn it skaad fan it maisrip lizzen. ‘Hee, wat docht dy dêre? Dokter sei dat er fuort wie, lykas de jonge.’

‘Ja. Mar Swalker kaam ynienen allinne opdaagjen neidat ik mei dokter praten hie.’

‘Heare Kristus.’

‘Ja. Doe’t de hûn thúskaam, waard ik helendal gek fan ûngerêstens.’

Alfred heakke de linen om in hendel fan de ploech en sprong nei ûnderen. ‘En do dan?’

‘Mei mij is it goed. Dat dy jonge fuort is, dêr moatte wij ús no drok om meitsje.’ Der wie wat yn Alfred syn dwaan dat har tinke liet oan dy kear dat er bij it maisplôkjen in panter sjoen hie. ‘Dy panter hat him toch net pakt? En earst de hûn fuortjage?’

‘Nee,’ sei Alfred, mar hy begûn ek te triljen. ‘Gjinien hat it de lêste tiid deroer hân dat er in panter sjoen hat. Teminsten net dat ik wit.’

‘Alfred, ik sil it mijsels noait ferjaan as we him dea fine.’

‘No no.’ Alfred syn brún gesicht waard plechtich. ‘Hark ris. Ik meitsje in rûntsje om it hiem hinne en sykje om spoaren. Om te sjen hokker kant er útgongen is. Byn do de hynders oan dy peal fêst.’

Ada haaste har om de hynders fêst te setten. Se seach Alfred it stek

oerstappen nêst de wetterbak en de grûn dêrnêst ûndersykjen. Der siet op dat plak in gat yn it stek. ‘Myn leave God, dat hele gat wie mij fergetten. Op dat plak krûpe de hûn en de jonge der altyd ûndertroch, as se boartsje wolle op de striebulte.’ Doe seach Alfred wat. Hij knikte bij himsels en sprong oer it stek en naam net de muoite om de hikke iepen te meitsjen. Noch altyd nei de grûn stoarjend naam er lange stappen troch it lân yn de rjochting fan de skoalle op de hoeke. De fjouwer read-wite kij en it jonge Shorthornboltsje weiden bij de welle fierderop. Ada tocht: ‘De bolle hat him te pakken krigen. Dêrom is de hûn thúskommen. Dy hat altyd bang west fan de bolle.’

Ada woe ek sjen. Se die de hikke iepen, gong der trochhinne en heakke him achter har wer ticht. Se socht har in paad om bulten hynstefigen hinne. De rok omheechhâldend en besykjend om har swiere liif net te folle op en del wippe te litten drafke se achter Alfred oan. Hjir en dêr leinen koweplasters yn it griene gers. Yn de blauwe loft fan de neimiddei hong de lucht fan gestjend koarn. Op twatredde fan it paad bij de hichte del hold Alfred stil. Hij hearde Ada achter him oankommen en hold in hân omheech, dat se stil wêze moast. Hij knikte nei it fee fierderop. Ada kaam stilwei nêst him te stean. ‘Wat is der?’ flûstere se.

‘Sst. Sjoch mar.’

‘Wêre? Ik sjoch neat.’

‘Op de grûn achter de bolle. Sjochst wêr’t er leit, plat op de rêch dêr?’ Yn it geflûster fan Alfred klonk wat fan in laits. ‘Mei de skonken omheech?’ It krolhierrige boltsje rûn al weidzjend wat nei foaren.

Doe seach Ada it jonkje, mei de skonkjes omheech en justjes bûgd bij de knibbels, mei de bleate hakken glânzgjend yn de sinne. ‘Dea?’

‘Ssst. Sjoch. Sjoch dan.’

Free lei mei de hannen ûnder syn ljochte kopke en de earmtakken fansiden. Hij seach rjocht omheech en oer syn blauwe eagen lei in flues fan drôgjend neitinken. Wylst Ada stie te sjen liet Free even syn knibbels op it boarst sakje om se dêrnei rjochtút te traapjen.

‘Free!’ rôp Ada en stode op him ta om him op te krijen.

Letter moast Alfred der ferbjustere om skodholje. ‘Dêr lei er, as in opmakke goes foar Thanksgiving en alheel sûnder euveldoed, plat op ’e rêch bij de bolle, mei de fuotten omheech, sels doe’t de bolle de hûn fuortjage hie.’

‘Dy hie him wol deameitsje kinnen,’ sei Ada.

‘No, om de wierheid te sizzen, as de bolle al oanfalle woe, dan die it jonkje presys wat er dwaan moast: op de rêch plat tsjin de grûn lizze. Op dy manier kin in bolle sûnder hoarnen dij net folle dwaan. Behalve miskien op dij stappe.’

‘O.’

‘Dêrom ûnthoarnje ik altyd graach in bolle.’

Ada ûntspande har. Se fiede hoe’t se har stadichoan ûntsleat. Tsjin middernacht krige se har twadde bern. It wie in jonkje en se neamden him Everett.

BOEK TWA
Koaningen fan it Hiem

foar

EDWARD JOHN,
FLOYD,
JOHN GARRET,
ABBEN CLARENCE,
HENRY HERMAN

broers

Free ❁ 1

IN JIER LETTER

‘Hast genôch iten hân, Free?’ Hij knikte. ‘Goed dan, gean dan mar te boartsjen ûnder de beammen.’ Free beweegde net. Syn mem krige de baby op en gong op har skommelstoel sitten. Se die de jurk iepen en tilde in hearlik boarst nei bûten, dat se de baby joech.

Free wachte. Syn mem seach dat. Se glimke. ‘Sis no net datsto ek noch wat ha wolst. Grutte jonge dysto biste.’ Se glimke. ‘Boarst is ba-ba foar grutte jonges lykas dij.’ De baby socht mei de mûle om it boarst en fûn it op it lêst. Jum. Syn mem beskrobbe him mei de eagen. ‘Toe dan, boartsje mei Swalker. Aanst sliept de baby en dan wol mem sels ek eventsjes op bêd. Hearste?’

Free woe net yn de beammantel boartsje. Dêr wie er útboarte.

‘No no, sjoch no ris wa syn lippe helendal op it tredde knoopke hinget.’ Free woe wol dat syn lyts broerke in woarstke wie, dan koe er him opite.

‘Toe no jonkje, oars wurdt mem noch boas.’ Swalker, dy’t bûten bij de miggedoar lei, kaam mei de sturt omleech oerein. Hij wist wannear’t mem likk wie. Free skufele op bleate fuotten nei de doar. De glêde flier fiede koel oan. As Teddy Bear mar rinne koe krekt as Swalker, wat soenen se dan in wille hawwe. Free hold it meast fan Teddy Bear, omdat dy nachts op bêd net hieltyd lei te draaien. Mar dy koe him net sa slikje as Swalker.

‘Mem?’

‘Ja, Free.’

‘Wannear kin de baby mei mij boartsje?’

‘Ik bin bang dat dat noch wol even duorje kin. Om redenen dy’t allinne God ferklearje kin, rint dyn lyts broerke net sa gau asto diest.’

Free seach likk nei syn sûgjend broerke. As dy no mar boartsje koe. Hij woe him wol yn de grûn weistopje as in jirpel. Dan koe er sels wer jum jum drinke.

‘Miskien moatte we in katsje nimme om mei te boartsjen. Want it is te sjen datst dyn nocht fan de hûn hast.’

Free woe in grutte Poes, net in lytsenien. Heit sei dat er in kear in grutte kat sjoen hie yn it maisfjild. In gruttenien wie better as in lytsenien. In grutte kat koe mei him fjochtsje. Him omrôlje. Swalker woe net mear mei him omrôlje. Dy waard likk en biet. Free sûgde de tonge tsjin it ferwulf. Hij soe dy grutte Poes opsykje. ‘Doech, mem.’

‘Doech jonge, moai boartsje hear.’

Free fuottele it paadsje nei it húske del en doe yn it skaad fan de beammen. Hij slofte nei it stek fan it maisfjild. Swalker folge him

stap foar stap. Syn tonge hong al nei bûten. Free hong op it leechste stikeltried en seach it maisfjild yn. It mais wie krekt lytse beamkes. Der wienen allegear boskjes fan sadat der in protte gongen wienen. Hij stoarre yn ien fan dy gongen op om te sjen oft er de grutte Poes ek sjen koe. Free sakke op knibbels en skode ûnder it stek troch. Swalker die dat doe ek. Koe Swalker ek mar op twa fuotten rinne. Dan koenen se broers wêze. Swalker soe dan ek prate kinne, yn pleats fan allinne mar blaffe en janke. Heit wie te grut om mei te boartsjen. De maisgongen wienen ferskriklik lang. Der wienen sa'n soad. 'Grutte Poes, dy is grif oan de oare kant.' Miskien moasten hij en Swalker de dyk nimme en omrinne en him oan de kant bij Horsberg prebearje te finen.

Free stapte nei de dyk ta. Swalker liet de kop sakje en folge. Se rûnen in heel ein. Free hold stil doe't er bij it stek lâns de grutte dyk kaam. Der kaam him wat yn it sin. Heit sei dat er noait de grutte dyk opgean mocht, omdat Indiaanse sigeuners him dan pakke soenen en meinimme en foar heit en mem ferburgen hâlde. Dy koenen him miskien sels wol opite, sei heit.

Swalker roek wat nêst de stekpeal. Syn sturt gong rjocht omheech. Doe gong er fansiden stean, tilde syn achterpoat op en pisse tsjin de peal oan. Dat wie grappich. Free die de gulp fan syn blauwe overal iepen, stiek de hân troch de gleuf yn syn ûnderbroek en helle syn pisser foar it ljocht. Syn pisser sliepte as in lyts mûske. Hij kniep der in pear kear yn om him wekker te meitsjen. Ja, dy koe ek pisje. Hij rûn nei de stekpeal, tilde de skonk op en pisse op itselde plak as dêr't Swalker pisse hie. Doe't syn pisser ienkear begûn wie, kaam der heel wat út. Stadichoan waard er duzelich fan it stean op ien foet. Op it lêst trûzele er om en kaam mei in plof del. Der klonk in lûde klap yn syn holle. Syn pisser hold op en hij stoppe him wer wei yn syn broek.

Free klaude oerein en sloech de overal en syn hokkerich griis kyltsje ôf. Hij die de knopen ticht. Swalker roek wat oars. Ergens yn it maisfjild. Hij seach oer syn hege sturt hinne oft Free him wol folge. Der siet in soldateknoop yn syn sturt fêst en dat like grappich. Swalker drafke stadich.

Free sjokte troch. Hij begûn te switten. Maisblêden glieden bij syn noas lâns. It maisfjild roek as molke út in ko. Soms wachte Swalker even op Free. Der sprong in knyn op. Swalker sprong ek ferrast oerein. Doe stode er achter de knyn oan en wie fuort. Swalker wie fuort. Free stie sa stil as in maisstâl. Hij beweegde net. De hûn wie fuort.

'Hjir, Swalker.' Dy kaam net. 'Hjir, Swalker.'

Al gau fûn Swalker him wer en kaam er weromdraven. Syn tonge hong wurch út syn bek. 'Kinst better even útrêste, Swalker.' Swalker gong op de grûn lizzen en pûste.

Free fûn dat aardich. Hij gong ek lizzen en wrotte syn holle tsjin de rêch fan de hûn. De grûn ûnder har wie waarm. Free naam even in knipperke. Swalker kaam oerein. Free syn holle glied fuort en hij waard wekker en gong ek oerein. Swalker rûn foarop en se rûnen noch wat fierder. Al gau kamen se bij in stek. It wie de greide fan de Horsbergen. Oan de oare kant fan it stek rûnen in pear reade kij. Ien fan de kij gong lizzen. De reade ko makke in nuver gelûd, krekt as moast se heel noadich op it húske. De sturt fan de reade ko gong oan de kant. Se stinde noch in pear kear, heel slim en ynienen sprong der wat as in wiete teddybear út de ko. Dy glied derút en oer de grûn.

Swalker woe derhinne om nei dat wiete ding te sjen, mar de reade ko seach him, balte nei him en sprong oerein. De reade ko draafde op Swalker ôf en Swalker moast gau weromslûpe, ûnder it stek troch. De reade ko seach in heel skoft nei Swalker. Swalker seach allinne mar werom, en syn reade tonge hong nei bûten en krolle soms oan 'e ein in bytsje omheech.

Al gau gong de reade ko werom nei de wiete teddybear en begûn him te slikjen. Wêr't er ôfslikke waard, krige de grappige teddybear read hier dat omheechstiek. De ko gong troch mei slikjen. Sûntsjesoan feroare de wiete teddybear. Hij hie in echte mûle en eagen. De ko slikke noch wat op de kop fan de teddybear om en doe skeaten twa earen omheech. It wie in kealtsje. Nei in skoftke begûn it kealtsje te triljen en te wibeljen. Hij hold sa te sjen wol fan dat slikjen. Dêrom wie it ek sa lekker as Swalker op dyn gesicht slikke.

It reade kealtsje gong oereinstean, stie eefkes en foel doe om. Hij die de bek iepen en blêre. Doe gong er wer oerein, stie wer eefkes en foel wer om. Hij blêre. It reade kealtsje gong opnij stean. Ditkear foel er net om; hij skommele as in skommelstoel út himsels hinne en wer. Doe begûn er te rinnen en hij stjitte mei syn noas tsjin de ûnderkant fan de kowebúk. Even letter fûn er in boarst. De ko hie dêr in heel soad fan. Se dripten allegear. Dat keal trof it mar.

Swalker hie syn nocht fan de reade ko. Hij rûn it maisfjild wer yn. Hij seach allinne mar foarút. Syn sturt hold er stil. Free rûn achter him oan. De grûn waard koeler. De plommen heech boppe him begûnen fansiden te draaien.

Free krige o sa'n honger. De maiskolven hongen boppe him. Ien fan de kolven hie hier dat oan de punt útinoar tearde. Hij woe wol dat de maiskolf in boarst wie. Dy seach der o sa goed út. De hûn rûn troch. It koe Free neat skele. Hij rekke de kolf oan. It hier boppe-op wie sa glêd as de tippe fan syn blauwe tekken. Hij streake it mei de fingers. Hij streake it ek mei de noas. It maishier wie glêd.

Swalker kaam werom. Hij hime. Free gong op de teannen stean en

sûgde op 'e ein fan de maiskolf. Hee. Der siet molke yn de maiskolf. En goede molke ek noch. Jum. Bettere molke as kowemolke. Free sûgde om it hele ein fan de kolf hinne. Hij strûpte it hier en it flues der ôf en sûgde heger. En biet deryn. Doe krige er sels noch mear molke. Dat koe er mei mem net dwaan. Hij fûn noch trije iepen kolven. Die wienen allegear lekker. Al gau wie er propsêd.

Free fielde him slûch. Hij socht in sacht plakje. Oeral om him hinne wienen kluten. Swalker begûn te grânzgjen. Syn sturt stiek rjocht achterút. Swalker wie ergens lilk op. Free seach wêr't Swalker hinne seach. Free hope dat it Grutte Poes wie. Dy woe er graach aae.

Swalker blafte. It die sear oan de earen sa't Swalker blafte. Der siet wat yn it mais. Doe begûn Swalker te blaffen as wie er ek noch bang. In eintsje fierderop tusken de rigen begûn in plom te wibelfjen. Dy draaide sa sunich as in wynmole. Swalker blafte mar troch.

Free seach noch skerper ta. Doe seach er it. Grutte Poes. Dy like krekt op it mais. Hij hie eagen sa grut as twa brânende kolven. Man, wat hie Grutte Poes in grouwe kop. Wol sa grut as mem har kofjemole. Swalker blafte as wie er echt bang. Hij rûn achterút oant er stiif tsjin Free oan stie. Grutte Poes syn sturt sakke nei de grûn en hij kaam op har ôf. Wat in grutte sturt. Dy wie noch langer as in bollesturt.

Swalker waard helendal oerstjoer. Hij gong sa fûl achterút dat Free ek achterút moast. Swalker kefte as in wyld. Doe lei Swalker de earen plat en ynienen stode er op Grutte Poes ôf. Grutte Poes grânzge. Grutte Poes gisele mei syn sturt. Grutte Poes die syn grutte reade bek iepen, dy siet fol lange wite toskten. Swalker sprong op Grutte Poes ôf en biet him yn syn kûnt. Grutte Poes sloech Swalker mei in poat. Swalker rôle om en jankte. Swalker sprong wer oerein. Hij wie sa lilk dat er opswolde en wer op Grutte Poes ôfstode en him gromjend boppe yn de nekke biet en prebearre him hinne en wer te skodzjen.

Op it lêst hie Grutte Poes syn nocht. Hij draaide him om en fjouwere fuort. Swalker jage him achternei. Swalker blafte him heel lûd achternei. Free wachte. Doe kaam Swalker werom. Swalker wie o sa bliid. Hij lake mei de lange reade tonge in ein út de bek. Free sloech de earms om Swalker hinne. Hij hold fan Swalker. Hij omearmke him en Swalker op syn beurt slikke him.

It waard tsjuster. Free rûn nêst Swalker mei de earms om syn hals.

Al gau wie Swalker yn it tsjuster ferdwaald. Free woe wol dat mem har rôp, dan wisten se wêr't se wienen. Doe't it helendal swart wie, woe Free net mear rinne. Hij treau de hûn nei de grûn en gong tsjin him oan lizzen. Hij makke in kessen fan de búk fan Swalker. Hij

koe him ûnder him sykheljen fiele. Free sloech de earms om Swalker hinne. Hij bearde dat Swalker Teddy Bear wie. Swalker wie in goede hûn. Al gau foel Free yn 'e sliep.

Free syn kessen begûn te wibeljen. Doe gong it kessen stean en Free syn holle sloech tsjin de grûn. Free waard wekker. Hee. Der stie oeral mais om him hinne. Hij wreau him yn de eagen en seach omheech. Ja. Hij lei yn in maisfjild en net op syn bêd. De sinne skynde fansiden op de plommen.

Swalker slikke him op it gesicht. Swalker jankte en drafke in stikje tusken it mais troch en kaam wer werom en slikke nochris op syn gesicht. Free gong oerein. Hij wreau mei de knokkels yn de eachshoeken. De fjildljurken songen. Se klonken krekt as heit as dy op syn harmoanika blaasde. Swalker roek wer wat. Syn sturt stiek rjocht achterút. Mar ditkear wie Swalker net lilk. Doe spatte er fuort. Free stie stil. De ljurken songen troch. Oeral om it maisfjild hinne rôpen se: 'Hjir bin' wij.'

In sprinkhoanne ljepte fan in blêd nei in maiskolf. Free stie o sa stil. Ja. Swalker wie wer ferdwaald. Der kaam in wangpûderôt út de grûn in eintsje fierderop. Hij siet rjochtop as in lyts teddybearke. Dy siet ek nei Swalker te harkjen. Mem soe grif op him kibje. Mar it wie syn skuld net. Swalker wie ferdwaald. Nei in skoftke kaam Swalker werom. Hij sjoude mei in knyntsje. It kninekopke hong del sa't Teddy Bear dat soms ek die. It knyntsje wie oan ien kant helendal stikken skuord en hij koe syn blau yngewant sjen. Swalker lei it knyntsje op Free syn bleate teannen del.

Free rekke it knyntsje oan. Dat wie noch waarm. Teddy Bear wie altyd allinne mar hier en koel. Swalker begûn te piipjen. Hij seach him oan mei syn brune eagen. Doe naam Swalker it knyntsje in stikje mei it maispaadsje del en liet er himsels op it liif sakje en begûn er oan him te fretten. Swalker syn grutte giele sturt gisele hinne en wer sa't Grutte Poes sines dien hie. Free seach nei Swalker, Swalker bromde nei him.

De ljurken songen hieltyd 'Hjir bin' wij, hjir bin' wij.' Swalker gnaude en sloarpe bloed. Hij breek bonken. Hij biet de hierrige poatsjes middentroch. Hij spuide de kninsturt út. Free woe wol dat er wat maisbrij hie mei molke en sûker. Hij seach in pear oare maiskolven mei in ûnderein as in boarst. Hij bûgde se nei ûnderen en sûgde deroan en biet deryn oant er sêd wie.

Swalker gong oerein en begûn tusken de stâlen troch te rinnen. Free folge. Swalker tilde in poat op en makke in swarte klute wiet. De klute raande stadich fuort. Free woe ek pisje, mar moast doe ek noch poepe, dat hij makke de galgen los en gong sitten. Der wie gjin stikje papier út in katalogus, sa't mem dat op it húske brûkte. Free seach in âlde

maisstâle dy't út de grûn stiek. Dy wie sacht en ferknûkere. Dy brûkte hij. It die wol wat sear, mar it gong. Swalker rûn wer foarop.

Se kamen bij in stikje mei soldateknopen. Free woe der omhinne, mar wie bang dat Swalker dan wer ferdwale soe. Hij rûn der achter him oan trochhinne. De sturt fan Swalker kaam helendal fol knopen te sitten. De sinne begûn har rjocht yn de eagen te skinen. It wie waarm. Free moast switte. Swalker liet de tonge út de bek hingje.

Al gau hearde Swalker wat en stie stil. Free stie ek stil en harke ek. Swalker die krekt as soe er achterút wike. Mar die it doe net. Doe hearde Free minsken praten. It wie ergens tichtbij. Ien fan har wie heit. Hee.

Heit sei: 'Ik kin mij net begripe dat Swalker ferdwaald wêze soe. Dy ferdealde hûn soe better witte moatte.'

Buorman Weatherly sei: 'Dy hûn is wierskynlik allinne mar trou oan de jonge. As we de jonge fine, sjogge we de hûn ek.'

Heit sei: 'No, hij moat hjir ergens yn it maisfjild sitte. Ik bin om it hele fjild hinne swalke en ha syn bleate fuotprinten fûn dêr't se deryn gongen binne, dêr bij de beammantel, mar se komme der nergens út.'

Buorman Murray sei: 'Hij moat hjir sitte. We ha alle oare plakken ôfsocht.'

Heit sei: 'Ja, Ada wie justerjûn ôfgryslke lilke op mij dat ik net mei de lantearne om him sykje woe. Ik sei tsjin har dat salang't de hûn net thúskommen wie, it bern ergens feilich wie.'

Buorman Rath sei: 'As dy grutte kat net beiden te pakken krige hat.'

Heit sei: 'Nee, panters meie gjin minskefleis. Te swiet.'

Buorman Murray sei: 'No, as it myn frou wie, soe dy grutte kat har net al te swiet fine.' As buorman Murray prate, like it altyd as hapte er nei iten, sa't Swalker nei dy knyn hapte.

Heit sei: 'Sjoch goed nei beide kanten as we der no trochhinne gean, jonges. It is maklik om him oer de holle te sjen as jo fjouwer rigen ôfsykje. De jonge hat hier fan hast deselde kleur as de plommen. As we him ditkear net fine, dan helje ik de sheriff en freegje ik him om in syktocht te organisearjen.'

Buorman Murray sei: 'Dêr kin ferduld de belestingbeteller wer foar dokke.'

Free rôp lûd: 'Hjir bin ik, heit.'

Stilte.

Buorman Weatherly sei: 'Ik leau dat ik de jonge roppen hearde.'

Heit sei: 'Wêr dan?'

Buorman Weatherly sei: 'Dêr, de kant fan 'e dyk út.'

Heit rôp: 'Free? Wêr sitsto, jonge?' Heit klonk net lilke. Free seach heit sa heech as de maisplommen stean. 'Hjir bin ik, heit.' Free begûn

tusken de maisrigen troch nei him ta te draven. Heit syn eagen wienen as ferbaasde hynste-eagen. 'Free! Soan!' Heit tilde him op. Hij hold him fêst sa't mem soms die. De buorlju kamen troch de maisrigen hinne oanbatsen. Swalker sloep achter Free oan. Heit hold Free stiif beet. 'Do lytse doerak, do.' Heit lake en trille tagelyk. 'Sjoch him dêr no ris. Dat hat swiet maissop oer syn hele gesicht hinne.'

Buorman Weatherly glimke: 'Ja, en de hûn hat kninehier om syn lippen hinne. Sij witte skoan hoe't se fan it lân libje moatte.'

Heit sei: 'Ik kin no Ada mar better witte litte dat we him fûn hawwe.' Hij stiek tomme en finger tusken syn tosk en fluite krekt as in stoommasine. Hij die dat fjouwer kear. Dat klonk sa skel dat Free de hannen foar de earen slaan moast. Swalker koe der ek net oer. Hij stiek de snút omheech en jankte.

Se rûnen mei har allen nei it hiem. Heit droech Free.

Heit tilde Free oer it stek hinne. 'Binne dyn njoggenennjoggentich feilich? Want hjir is dyn ferlerne soan, frou.' Mem pakte Free stiif beet. Se sei neat. Se kniep him noch fûler yn har earms as beppe die.

Heit stapte oer it stek en sei laitsjend: 'Ik leau, dy jonge hat foargoed de fuortrinnerskoarts. Sa't myn heit dat ek altyd hie.'

Buorman Weatherly sei: 'Ik ha wolris ferhalen oer jim heit heard.'

Heit skodholle: 'Se fertelle wûndere ferhalen oer him as jonge. Beppe yn Sioux Center seit dat se him yn it âlde lân mei in tou oan in beam fêstbine moast, want oars rûn er fuort ergens hinne. Se seit dat him dat lykwols amper fan 't stik brocht. Hij rûn gewoan achterút sa fier't it tou it tastie en dan stode er as in duvel nei it oare ein fan it tou, oant it stikken spatte, sprong yn it kanaal en swom der oerhinne en wie fuort. Letter, doe't heit grutter waard, hat er matroas west.'

'Echt wier?'

'Ja. Hij fûn dat er der rjocht op hie om de wrâld te sjen, tink ik.'

Free * 2

De lânhearre, frou Gately, krige nei in skoftke begrutsjen mei har dochter en sei tsjin har dat se nei de pleats werom mocht, mits har man in ferklearring tekenje woe dat er net wer oan de drank gong. Skoansoan Windmiller beloofde dat mar al te graach. Hij hie de pest oan de karriderij. Dat betsjutte fansels dat de Alfredsons ferhúzje moasten. Alfred fûn in pleats tichter bij de stêd, oan de Canton Road noardlik fan Bonnie. Dikke John wenne ek oan dy dyk, dat dat kaam net sa min út. It iennige dat se om 'e nocht dien hienen, wie al dat oprêden fan de Windmillertroep doe't de Alfredsons dêr krekt kamen te wenjen.

It nije plak wie de pleats fan Alvord. Dy man wie o sa krekt op syn hierders. Jierren lyn hie er in tropke moerbeibeammen plante en elk wykein kaam er te sjen hoe't dy it dienen. Hij woe net lije dat lytse jonkjes yn dy beammen klommen, dat Free mocht dêr net boartsje. Der wienen mar fiif beammen dêr't Free mei boartsje mocht, sei Alvord. Ien wie de grutte waaibeam op de noardwestlike hoeke fan it boskje en de oaren wienen fine eskdoarnen bij it paad nêst it hûs lâns. Der hong in túch yn de fjouwer eskdoarnen om heit syn heasleep fan de grûn te hâlden, dat dy net ferrotsje koe. Dy eskdoarn wie in ferfelende beam, sei Alvord, en it koe him neat skele wat de bern dermei dienen. Simmers siet de moerbeibeam fol beien. Mar Free mocht dêr net oan sitte, sels net as der guon oer de grûn foelen. Alvord kaam sels om se op te fandeljen.

Mem klage in skoftlang dat se tsjin iterstiid ôfgryslík wurch wie. Se wie dwaande om it hele hûs opnij te behingjen, ek al wie it netsjes en skjín. Se sei dat se net libje koe mei oare lju har kleuren. Heit hie it bûten op it hiem en yn it lân te drok om him om kleureskema's te bekroadzjen. Syn skema wie om it gemaak sa gau mooglik yn te heljen. Hij hie foar de hjerst net al it ploegjen dien meitsje kinnen, dat hij moast no twa kear sa hurd arbeidzje. Mar heit wie net wurch. Hij siet fol pit.

Mem sei: 'As Everett earst mar út de ruften is, dat soe helpe. Elke kear as ik mij omkear, hat er it ruft wer fol. Of hat er bij ien fan syn skonken lâns pisse.'

Heit sei: 'Dat ruftfol kin ik dij net sasear mei helpe, mar dat bij de skonk lâns pisjen wit ik wol rie op.'

'No, ast dat kinst, dan graach,' sei mem.

'Ik doch mei him krekt as mei Free.' Heit naam Everett bij de hân. 'Kom mei, jonkje.' Everett koe krekt rinne. Heit naam him mei nei bûten yn de achterstoepe, dêr't de sinne krekt ûndergong. Free gong mei om te sjen.

Heit naam syn eigen pisser út de broek om Everett sjen te litten. Heit syn pisser like in boartersballontsje dêr't de lucht út rûn wie. Heit drukte in pear kear op syn liif en begûn doe al gau te pisjen. 'Sjoch, Everett, sa moatst it dwaan. Pipi op it gers en net bij de fuotten lâns.'

Everett seach skean omheech nei heit syn pisser. 'Sjochst wol?' sei heit. 'No ris sjen oftsto it ek kinst.' Everett seach nochris skean omheech. 'Kom op, jonkje,' sei heit. 'Hupsakee, of foardatst it witst ha iksels neat mear oer.' Everett bleau skean omheech stean te sjen. Heit sei: 'Free, lit do it him ek sjen.'

Free sei: 'Ik hoech no net, heit.'

Heit sei: 'Doch it toch mar. Kinst it wol. Want ik ha neat mear oer.' Heit stoppe syn pisser wer yn de overal.

Free helle syn pisser ek te foarskyn. Hij treau tsjin syn búk. Al gau kaam it.

‘Sjochst no wol, Everett?’ sei heit, de gulp tichtknoopjend. ‘Sels Free docht it fan de stoepe op it gers. No do ek, hup.’

Everett pakte doe ek syn pisser. Hij treau. Al gau pisse hij ek út de stoepe wei. De reade sinne makke fan beide strieltsjes krekt limonade dy’t út twa reidsjes spuite. Doe’t it foarbij wie, en heit it oan mem ferteld hie, sei se: ‘No, dat is moai. As we no Everett mar safier krije kinne dat er net mear elke nacht bedsjepisset. It is heel ferfelend om elke moarn syn bêd te ferskjinjen.’

It wie wier. Free sliepte bij Everett, en Everett pisse altyd syn bêd wiet. En it slagge him ek altyd om sels Free syn kant wiet te meitsjen.

Heit sei: ‘No, miskien kinne we dêr ek wol wat op fine.’ Dy nachts, doe’t Free krekt droomde dat hij en Swalker in nije foksehoale fûn hienen en dat se dy djipper útgrave soenen om der ynkrûpe te kinnen, skodde heit him wakker. ‘Kom jonge, ik wol datst in foarbyld foar Everett bist. Lit him sjen hoest potsjepisset. Dat er fannacht net it bêd wiet makket.’

Free befielde syn búk. Hij hoegde op dat stuit net. ‘Ik kin it net, heit.’

‘Kom, prebearje dan in lyts bytsje. Dat Everett it idee krijt om net op bêd te pisen. Do wolst toch net altyd wakker wurde op in stjonkend bêd?’ Free wie slûch mar wie it mei heit iens. Hij rôle fan bêd ôf en gong op knibbels sitten. Hij stiek de hân ûnder it bêd en loek de nachtspegel der ûnderwei en helle it lid derôf. Hij rjochte syn pipertsje en treau. It wie hast middernacht en syn pipert wie heel lyts.

Heit loek Everett fan bêd en liet him tasjen. ‘Sjochst dat wol?’ Everett seach fansiden nei de pot. Hij seach Free stinnen. Der siet in brune krol hier as in wangpûderôt op syn krollekop. Lang om let makke Free op de boaiem fan de pot in tinkeljend gelûd. ‘Sjochst wol, Everett? Pipi yn de wite pot en net op bêd.’ Everett gong ek op knibbels sitten. Hij pisse wat yn de pot. ‘Mear,’ sei heit. ‘Kinst net wat mear, Everett?’ Everett stinde fûl. Doe pisse er in heel soad. Al gau klonk it as molke dy’t yn in amer spuitet dy’t healfol skom sit.

‘Do bist in grutte jonge, Everett,’ sei heit. ‘In echte grutte jonge. No kinne jim tegearre wer sliepe.’

Doe’t Free wer op bêd lei, op syn eigen waarme plakje, sei er: ‘Heit?’ ‘Ja, jonge?’

‘Foar wa makke ik it bêd wiet doe’t ik noch sa lyts wie as Everett?’

‘Wat?’ Heit stoarre him oan. ‘Wat in fraach. Sliep no mar, jonge.’

Tenei helle heit Free en Everett altyd even út bêd, foardat heit en mem sels op bêd gongen. En moarns wie it bêd lekker droech. Wat in ferromming wie dat.

Doe't Free seach hoe lyts it skaad wie nêst de achterstoepe wist er dat it tiid wie dat heit thúskaam. Free drafke nei de achterkant fan de skuorre en seach dat út nei de achterste fjirtich, dêr't heit it mais oan it bewurkjen wie. Ja, dêr kamen de hynstekoppen al oan, twa fioelen mei helters deromhinne, mei heit der achteroan rinnend. Se trêden bij de râne fan it fjild lâns.

Free die de hikke foar heit iepen. Heit siet ûnder it stof en seach him mei in read glimke oan. 'Jonge, ik leau do wurdst sa súntsjesoan myn bêste feint.' Heit stjoerde de hynders it hiem op. Duke en Dan sieten ek ûnder it stof, mar dy har glimkjen wie mear witige flibe. Heit spande Duke en Dan op syn wenstige handige manier út. 'Ik leau dat ik se hjoed better sels even nei de drinkbak bringe kin, jonge. We binne fan 'e moarn oer in nêst holders riden en dat hat se wat oerémis makke.' Free seach nei de drinkbak. Heit hie dêr grutte riviertongerpodden yn om it mos op te fretten. Dy hienen wjokjes om yn it wetter bewege te kinnen, sa't hauken grutte wjokken ha moasten om yn de loft te bewegen. Se hienen ek hierkes as in kat. Se sloegen even mei de sturt en dan, floep, wiene se fuort nei de tsjustere kant fan de bak.

'Heit, mei ik even nei de riviertongerpodden sjen? Everett is mei Swalker bij it hûs, dat we hoege gjin noed te hawwen dat er deryn falt.'

'Goed dan, toe mar. Mar wês foarsichtich.'

'Ja, heit.'

Free draafde it paadsje del. Heit wie in geweldige heit dat er guon dingen dwaan mocht. Hij stapte om in modderpoel hinne en leunde op de râne fan de houten bak. Mar al hoe't er ek mike, hij koe de riviertongerpodden net fine. De sinne skynde yn syn eagen dêr't er stie, dat hij kladdere der boppe-op. Mei de holle oer de râne hingjend fan it houten lid seach er alle kanten út. It wie in aardichheid om mei de holle nei ûnderen te hingjen. Lytse pôltsjes grien mos driuwkeljen hinne en wer mei skaden derûnder. It wetter wie grien, krekt as de fisken, en it foel net ta om se te sjen. Free hong noch fierder foaroer, en besocht der trochhinne te sjen yn it djipste griene healtsjuster op.

Hij koe noch altyd de riviertongerpodden net sjen. Hij leunde noch wat fierder oer de râne. Syn galge kaam oan de râne fan it lid fêst te sitten en skeat doe, pats, los. Free fiede hoe't er op de râne hong te wibeljen. Dy râne wie wiet en glêd. Aanst foel er der noch yn, fergemy. En ferdronk er. Heit joech him dan grif in pak foar de broek. Free hold himsels fêst. Doe glieden syn fingers en dêrnei de foarkant fan de overal fierder en doe – bats! – trûzele er deryn. Allemachtich. Man. Wetter yn 'e noas. Kokhalzje. Ergens yn it wetter sylden de kjelwurden riviertongerpodden mei skerpe spriten om him hinne. Syn noas botste tsjin it griene oan. Doe, foardat er it besepte, skeat er út it wetter wei. Hij

kaam op de grûn del oan de oare kant fan de modderpoel, sa fier fleach er. It wie as siet syn strôte ticht. Hij sêgde en gappe nei de siken. ‘Uk, uk, uk!’ Jonge, wat wie dat wetter ferrekte kâld. Man. Hij klaude oerein. Seach om him hinne wêr’t heit wie. Hij seach heit krekt as wie it troch beppe har trilderige bril hinne. Hij strampele nei heit ta, de skonken wiidút, de earms as in fûgelferskrikker oan beide kanten útstutsen. Syn broeksboksen plakten oan syn skonken en makken in frjemd sêgjend lûd. ‘Uk!’ O jonge, syn moai nij blau boesgroentsje wie ek wiet. ‘Uk.’

‘Hee,’ rôp heit, ‘wat is der mei dij te rêden, jonge?’

‘Heit ... ik bin der ynfallen.’

‘Ja, dat sjoch ik. Hoe hiest dat?’

‘Ik hong foaroer ... te fier foaroer.’

‘Do sjochst derút as in fersûpte rôd, jonge.’ Heit woe eigenlik net om syn eigen jonge laitsje. Mar hij koe it net helpe. ‘Jonkje, jonkje, de oare kear foarsichtiger wêze, hear.’

‘Ja, heit.’

‘No, draaf no mar nei mem ta en freegje har om droege klean.’

‘Ik bin sa kâld.’

Doe’t it nôtynhellerstiid wie, moast heit in pear dagen help hawwe. Op in snein naam heit in kear in arbeider mei, dy’t Lew Westraw hjitte. Dy Lew lake altyd en siet fol grappen. Hij hold fan lytse jonges.

It wie in o sa gleone july. Heit sei dat it poergleon wie. Iderien switte, heit, mem, Lew, hynders, pompen, limonadekannen. Hûnen en hinnen sleepten har mei de tonge út de bek fan ’t iene plak nei it oare. Free en Everett boarten ûnder de beammen. Mem sei dat se der goed op passe moasten dat se har striehuodsjes opholden, sels yn it skaad fan de beammen. It bêste plak om te boartsjen wie ûnder de grutte waaibeam, yn it noardwestlik hoekje fan de mantel. Dat wie sawat de heechste beam op de wrâld mei it koelste skaad. Yn it skaad dêrfan koenen se sjen hoe’t heit mei de bynmasine it nôd der ôfhelle en Lew de stûken dêrachter opsette. Free boarte dat er itselde mei it gers die en Everett sette achter him de stûken op.

Al gau balte Lew har ta. ‘Free?’ Free gong oerein om te sjen. ‘Free, kinst mij wat wetter helje te drinken?’ Free stoarre nei Lew. ‘Jim heit hat maleur oan ’e oare ein fan it fjild en hij hat de wetterkanne ûnder syn sadel dêre. Wolst dat foar mij dwaan?’

Free liet syn eagen oer de stoppels en de stûken gean. Hij seach damp fan de grûn omheechkommen, krekt as wie it hele lân ien grutte stoomtsjettel. ‘Fluch, jonge, ik fergean fan de toarst en fal hast om.’

‘Goed.’ Free en Everett draafden nei hûs om mem te sizzen dat Lew ferlet fan drinkwetter hie. Mar se koenen har net fine. Free seach in

lege amer op de stoepe foar. Dat wie de amer dêr't mem de aaien yn opfandele. Free smiet it strie op de boaiem derút en gong nei de pomp yn de keuken. Mar dy die it net. Hij makke in smûgend lûd krekt as hie er in seare kiel. Hij moast earst op gong brocht wurde. No, it ien nei bêste plak om wetter te heljen wie de wetterbak.

Doe't Free en Everett bij de hikke achter de skuorre kamen, sei Free: 'Everett, do bliuwst hjir oant ik weromkom, begrepen?' Everett seach him fansiden oan. Dy koe noait ja sizze. Free seach him lilk oan. Doe bleau Everett bij de hikke stean. Free draafde nei de wetterbak. Hij doarst net nei de riviertongerpodden te sjen. Hij dipte de amer fluch yn it wetter, helle him der fol út en gong doe hastich werom. Hij naam de koartste wei oer it paadsje oan de noardkant fan de beammantel. It hurde paad wie gleon. Free rûn in eintsje op teannen, doe op syn hakken mei de teannen omheech. Everett die itselde, en folge de lieder.

Eefkes letter kaam Free bij in stikje mei gers. Hij gong even stil stean om syn gleone fuotten ôf te kuoljen. Hij stie even nei te tinken. As der mar reinwetter komme woe om de grûn ôf te kuoljen. Gjûn wolken. No, dan wie it mar it bêste om wat wetter op it plak te plaskjen dêr't syn foet hieltyd delkomme soe. Hij geat in eintsje foar him in flutske wetter oer de grûn en stapte op dat wiete plakje. Dat wie heel wat better. Free geat in eintsje foar de oare foet in puoske en stapte dêr ek op. Ek better. It hele gleone paadsje del liet Free de hele tiid flutskes wetter falle dêr't syn fuotten delkomme soenen. Everett folge him, en stapte hoeden op Free syn fuotstappen, noch altyd de lieder folgjend.

Free en Everett hienen it sa drok mei it meitsjen fan koele plakjes om oer te rinnen dat se net fernamen dat Lew har in eintsje temjitte kommen wie. Se botsten hast tsjin him oan.

'Wat yn 'e goedichheid - ' sei Lew. Mei de skonken wiidút stoarre Free Lew oan. Achter him stoarre Everett Lew ek oan. 'Wie dat net myn wetter datsto dêr fuort stiest te griemen?'

'Ik leau fan wol.'

'Hoefolle wetter hast noch yn dy amer dêre?' Free joech him de amer oer.

Lew seach deryn. 'Allemachtich, noch mar in tombreed oer. Amper genôch foar in fjildmûs.' Doe seach er nochris yn de amer, en begûn te laitsjen. 'Is dat farsk wetter?'

'Ik tink fan wol.'

Lew stiek in finger yn de amer en hold him omheech mei wat grien spul derop. 'Mos, fergemy. Hasto dat út de hynstebak skept?'

'Ik tink fan wol.'

Lew stoarre op Free del. Hij skode syn striehoed achter op de holle. Der dripke swit fan de punt fan syn noas. Syn eagen waarden

sa grut as dy fan in ûle. ‘Dat krije jo no as jo in bern útstjoere om in manljusboadskip.’ Hij stoarre wer yn de amer. ‘Witste, ik ha sa’n ferrekte toarst – ik drink it op.’ En dat die er.

Free stie stil mei de skonken wiidút op de lêste wiete plakjes. Hij seach hoe’t Lew syn adamsappel as in pompswingel op en del wipte. Lew joech Free de amer werom. ‘It spyt mij dat ik al jim wetter opbrûkt ha.’ Hij glimke nei him. ‘Ik tink dat jim no net nei hûs ta rinne kinne.’ Free seach achterom. Everett ek. De plakken achter harren wienen al opdroege.

‘No, jim kinne hjir net de hele dei as stânbylden stean bliuwe.’ Free stoarre nei de gleone grûn. ‘Wêrom drave jim net heel hurd?’ sei Lew. ‘Dan reitsje jim fuotten de grûn net lang genôch om te ferbrânen.’

Free fielde him senuwachtich bij Lew en syn laitsjend gesicht. Hij sette it op in draven en stode as in wyld nei it skaad ûnder de hege waaibeam. De lege amer stjitte tsjin syn skonken. Everett draafde achter him oan. Lew begûn te laitsjen. Free hearde him dêrbij op syn knibbels slaan wylst er weromrûn nei de stûken.

Doe’t Lew nei it terskjen fuortgongen wie, kaam heit op in dei werom mei in prachtige ferrassing. Hij hie fan buorman Stickney in lift nei de stêd krigen en Free frege him al ôf hoe’t syn heit thúskomme soe, want Stickney wie al werom sûnder heit. Al gau hearde Free op it hiem in brommend gelûd. Doe hearde er in klakson. Dy klonk as in hongerich baltend keal. Free gong te sjen. It wie in splinternije auto mei kettingen om de tsjillen draaie te litten. En tsjonge, heit siet achter it stjoer.

Free en Everett stoden nei bûten. Mem fage de hannen oan de skelk ôf en folge. Swalker blafte as in wyld en draafde benaud de skuorre yn. Heit ried in pear kear it hiem yn de rûnte om der mei te pronkjen. Hij kniep nochris mei in breed laitsjend gesicht yn de toeter. Lang om let stoppe er bij de hikke oan de dyk. Hij sei: ‘Wat fine jim fan myn nije Overland? Kreas dinkje, net?’ Mem fage hieltyd mar de hannen oan har skelk ôf. Se wie bang fan de auto. Heit sei: ‘Stap yn en dan ryd ik in eintsje mei jimme.’

‘O, Alfred, ik bin der net op klaaid.’

‘Kom no ju, ik ryd om it perseel hinne en gjinien sjocht dij.’

‘Nee, Alfred.’

‘Toe no. Silst toch in kear dyn earste ritsje meitsje moatte. Want auto’s is de takomst, witste.’ Alfred loek oan in hendeltsje ûnder it stjoer en de motor bromde heel lûd. ‘Toe jonges, op de achterbank.’ Free en Everett klommen fluch achteryn. ‘Kom, Ada,’ sei heit, flaaikjend. Einliks stapte mem foaryn.

‘Klear? Fuort?’ Mem glimke wat bleekjes. Heit treau in hendeltsje

yn en de kettingoandriuwing begûn te gûnzjen en fuort wienen se. Heit ried de Overland it paad op. Hij draaide oan it stjoer en se swaaiden de dyk op.

Free seach sekuer ta hoe't heit dat die.

'Sjoch no goed hoe hurd as we geane,' sei heit. Hij treau wer it hendeltsje ûnder it stjoer yn en de motor begûn te razen en de kettingoandriuwing begûn te klinken as muoike Karen as dy song. De wyn blaasde har yn it gesicht en skuorde fûl oan har hier.

Mem griep de doar mei ien hân beet en lei de oare op har hart. 'Net sa hurd.'

'Ha,' sei heit, 'sa hurd is dat net. Wacht mar oant ik him echt op de bealch jou.'

'Alfred, noch wat hurder en ik spring derút.'

'Hnhnh.'

'Echt. Ik wol net sa hurd. Dat wol ik noait.' Free en Everett hienen achtern de measte wille.

'Alfred!'

'O, goed dan.' Heit ried suniger. 'Mar ik hie him noch lang net op syn hurdst.' Doe't se bij de pleats fan Stickney kamen, skarrelen oeral op de dyk en yn de sleat wite hintsjes om. Heit kniep yn de toeter en dy balte tsjin de hintsjes. Dy saaiden keakeljend oan beide kanten it maisfjild yn. 'Tsjong,' sei heit. 'Ik hie op in hier nei bij Stickney jûn hin op it menu set.'

Mem hie noch altyd ien hân op de doar en de oare op har hart. 'Net sa hurd.'

Heit seach mem in pear kear oan. Doe krige er begrutsjen en ried wat suniger. De wyn waard doe ek minder. Al gau wienen se werom op har eigen hiem. Heit loek oan in hendel en de auto pipe ûnder har en stoppe foar de hikke.

'No, hûsfrou, wie dat net in fijn tochtsje?' sei heit.

'Ik ha Daise en de buggy leaver, ek al giet sij ek wolris wat te hurd.' Mem skeat de auto út as moast se heel noadich nei it húske.

'Ha jo wol oait,' sei heit.

Op in dei kaam heit thús mei in nije bolderwein. Heit sei dat er dy foar Free kocht hie om putsjes mei te dwaan, lykas kolven helje foar mem, de molkbussen nei de skuorre bringe, de hinnen fuorje. Free en Everett boarten der hynder-en-wein mei en loeken elkoar om beurten. Earst wie Free heit en Everett wie Daise. Dan wie Free Daise en Everett heit. Everett wie net in heel goede Daise. It foel Free op dat de letters op syn bolderwein liken op de letters op heit syn nije auto. Dat hij frege syn mem dernei.

‘Ja, hast gelyk,’ sei dy ferbaasd. ‘Dat binne deselden. OVERLAND. Is dat net aardich?’

Jonge noch ta. Free besleat om syn Overland te bestjoeren. Hij gong deryn op de rjochterknibbel sitten, hold de tiksel mei de rjochterhân fêst en rôle de wein nei foaren troch him mei syn bleate foet oan te triuwen. ‘Bbbbpt,’ gûnze Free. ‘Jonge, hear dy motor ris. Bbbpt-n-bbbbpt-n-bbbbpt.’

Mem wie der ek al net wis fan oft se wol oer Free syn nije Overland mocht. Se fûn dat heit te hurd ried mei dy fan him, en se hold der ek net fan dat Free altyd mei sines bbbbpt-n-bbbbpt die. Se sei: ‘Free, wêrom makkest de hele tiid dat rare gelûd?’

‘Om sjen te litten dat er rint, mem. Dat docht de motor.’

Mem skodholle. ‘Dat gedoch mei bbbbpt-bbbbpt krijst dikke lippen fan. Ast sa trochgiest, sjochst der binnen in jier út as in Oebangi.’ Se hienen in Oebangi sjoen dy’t in sindeling in kear út Afrika meinommen hie nei har tsjerke. De sindeling woe dat de minsken yn de Kristlike Tsjerke wisten wêr’t har kollektejild bedarre. ‘En sa wolst der toch net útsjen?’ Mem treau de lippen heel tsjok nei foaren en even seach se der noch raarder út as in Oebangi.

‘Mem, myn geweldige Overland is in auto en de motor moat rinne, want oars komt er nergens.’

‘Hoe dan ek, ik wol net datst tsjokke lippen krijst. Letter, ast grut bist, sille de minsken tinke datst in beest bist bij de froulju.’

‘Ja, mem.’

‘No, wolst der om tinke, dan?’

‘Ja, mem.’ Free treau syn hurdridende Overland fuort. ‘Sjochris hoe hurd, mem. Bbbbbpt ... ho.’

Syn mem skodholle. ‘It helpt neat.’

In wike letter hie Free ynienen in boartersmaat. Mem har jongere broer Sherman kaam in pear wike om mei him te boartsjen. Dat wie omdat beppe Engleking siik wie. Sherm wie trije jier âlder as Free. Hij hie ljocht hier krekt as Free, mar syn hannen wienen slanker en syn fuotten smeller. Sherm naam meastal de foarstap bij it boartsjen, krekt sa’t Free dat mei Everett die. Soms loek Sherm Everett foar om him te helpen om mei Free meidwaan te kinnen. Mei Sherm koe men in heel soad wille meitsje, want hij wist in heel soad nije spultsjes te betinken. Hij woe it leafst slachhout boartsje. Hij makke in slachhout fan in foarkestâl en se brûkten Everett syn reade rubberen bal. Sherm koe de reade bal oer it hinnegaas hinne slaan. Free koe him allinne mar nei it gaas tarôlje litte. Dat makke de hinnen altyd sa kjel dat se opfleagen.

Doe’t it snein waard wist Free dat er mear fan Sherm hold as fan wa

dan ek op de hele wrâld, mear noch sels as fan syn mem. Free frege oft Sherm nêst him sitte mocht yn tsjerke, en syn mem sei, ja, dat koe, as se mar rêstich wienen. Free droech syn nije matroazepakje en Sherm sei dat it him goed stie. Nei tsjerke kamen alle neven en nichten, bern fan omke grutte John, op har ta en fûstken mei Sherm, en makken grapkes en glimken. Free wie wat jaloers op har, mar hij wist dat Sherm al wer gau mei him nei hûs ta ride soe en dan soe er him wer helendal foar himsels hawwe. En doe't se wer thús wienen, hie Free sels noch in better gefoel, want hij hie Sherm tsjin mem sizzen heard dat de Bonnie-kant fan de famylje Engleking fûstke as fagen se de hannen ôf en as skammen se har foar de hân dy't se dêrfoar brûkt hienen.

‘Foei,’ sei mem, ‘praat net sa oer dyn eigen neven en nichten.’

Heit oppenearre him. ‘No, dyn broerke sprekt de wierheid.’ Heit begûn doe ek fan Sherm te hâlden.

Mem skodholle. ‘Jo moatte altyd fan jo neven en nichten hâlde.’

‘Dat is heel aardich fan dij,’ sei heit. ‘Mar do hast altyd in swak hân foar slopjanussen.’

De oare deis besleat Sherm om himeltsje te boartsjen. Heit hie de heasleep wer yn de fine eskdoarnen nêst it paad hongen, en Sherm liet Free sjen hoe't er bij ien fan de eskdoarnen opklimme koe en him dan yn de sleep falle litte koe. Sherm neamde de eskdoarn in Jakobsljedder. Se moasten Everett omheech helpe. It wie in goed plak om himeltsje te boartsjen, omdat de boaiem fan de sleep sa glêd wie as gers. Sherm boarte dat de boaiem fan de sleep in strjitte wie fan suver goud. De kanten fan de sleep wienen de muorren fan in skoalplein yn de himel. Sherm wie al in jier op skoalle. Sherm en Free en Everett boarten dat se rêden wienen yn de himel, dat it in prachtich plak wie en in passende klimaks fan har libben hjir op ierde, en sij songen Syn lof en psalmen, en bidden God om de heidenen en de muskiten te ferdylgjen.

De deis dêrnei krigen se dêr har nocht fan. Der wie net safolle te dwaan yn de himel. Dat nei iten, doe't Everett even sliepe moast yn de sliepkeamer fan de jonges boppe, sei Sherm dat hij en Free miskien ek even knipperje moasten yn har heasleephimel.

Se dienen eefkes in knipperke.

Doe't Free wakker waard, seach er dat Sherm syn pimel derút helle hie en dêrmei boarte. Dy seach derút as in farske poddestoel. Sherm fernaam dat er seach. ‘Wêrom hellesto dines der ek net út om mei te boartsjen.’

‘Dan krij ik in reis fan ús mem.’

‘Dy kin ús hjir net sjen. Sjoch mar.’ Free seach. Ja, mem koe har dêr net sjen.

‘Toe dan. It fielt lekker.’

Free begûn te tinken dat er it wol woe, mar hij wie bang. Sherm rôle op de búk en pisse troch in naad en besproeide it gers dêrûnder. Free fiede dat er ek moast, dat hij gong op it liif lizzen en pisse troch syn eigen naad. Hij seach it ûnder him spetterjen. Hij seach wêr't it wetter hieltyd in plant rekke en him bûge liet. Se laken derom. It wie ûndogensk mar grappich. Sherm rôle wer op de rêch. Hij boarte noch altyd mei himsels. Al gau stie syn pimel rjocht oerein as in asperzje mei in reade radys oan 'e ein. Free boarte doe ek mei sinent. Dat fiede lekker. Al gau gong er ek oerein stean. Dat wie de earste kear. Free wie ferrast. Hij hie altyd tocht dat er in lytsenien hie, net grutter as syn pink.

‘Dêr krijst hier fan yn de palm fan dyn hân,’ sei Sherm.

‘Ja,’ sei Free dromerich.

‘Strûp 'em werom,’ sei Sherm.

‘Hoe dan?’

‘Sast mei in sipel dochst.’

Free strûpte him om. ‘Hee, dat docht sear.’

‘Dan krijst echt in lekker gefoel yn dyn rûp.’

‘Bij mij net, man. Oe, dat begjint echt sear te dwaan.’

Sherm boarte troch mei sinent. ‘It begjint aanst gau lekker te fielen. Moatst trochgean.’

Sherm begûn dromerich te sjen. ‘It begjint hjirboppe echt as yn de himel te fielen.’

‘No, ik woe wol dat ik der noait mei begûn wie. Oe!’

‘Kwits derop. Meitsje him glêd.’

Free kreunde. ‘Wat moat ik no dwaan? Oeoe!’

Sherm gong op in earmtakke lizzen om better te sjen. ‘Hee, de kop wurdt helendal blau.’

‘Wat moat ik no dwaan, Sherm? Ik wurd gek fan de pine. Man - oeoe – man.’

De punt waard glêd en blau. En grut. It wie krekt as hie er in toutsje te strak om in tomme bûn. ‘Sherm, ik kin hast niks mear sjen.’

Sherm loek fluch syn pimel werom en knope de gulp ticht. ‘Ik kin better Ada roppe.’

‘Neeee.’ Free sloech fûl mei de holle tsjin de glêde planken. De hele heasleep skodde derfan. ‘Dan skammet se har oer mij.’

Sherm gong oerein. ‘Dan kin ik better jim heit helje.’

‘Neeee. Dan jout er mij in klap.’

‘No, ik kin dij net samar deagean litte.’ Sherm sprong op de grûn en draafde nei hûs. Free wist net wat it slimst wie, dy ferskriklike ring fan pine of hoe't syn mem sjen soe. Dy kaam mei swaaiende rok op de heasleep tasetten. Sherm kaam mei grutte eagen achter har oan. Mem wie lilck.

‘Free, wat dochst dêrboppe?’

‘Oooo.’

Mem gong op de teannen stean en prebearre yn de heasleep te sjen. Dat slagge net helendal. ‘Free, kom no fuortendaalk nei ûnderen. No!’ Syn mem pakte de side fan de sleep en skodde him hinne en wer. ‘Hast dat heard?’

Free begûn te balten. ‘O mem, ik kin net bewege, it docht sa sear.’

‘Sherm, klim do der dan yn en help him nei ûnderen ta.’ Mem hie noch noait sa lilk klonken. ‘Sjit op.’ Se skodde wer oan de sleep. ‘Wat ha jim dêr toch útheefd, yn de goedichheid?’

‘Niks,’ sei Sherm.

‘Sherm, do bist hjir wierskynlik ferantwurdlik foar.’

Sherm klom yn de beam en liet him yn de sleep falle. ‘Hjir, Free, ik help dij nei ûnderen.’

Free doarst net iens syn pisser werom yn syn overal te lûken, sa wie dy opswold. Hij liet him troch Sherm oereinhelpe. ‘Ik kin hjirmei net nei ûnderen klimme.’

Syn mem gong wer op de teannen stean en seach troch in naad hinne. Se seach it. ‘Yn godsnamme! Wat ha jim dêr útheefd mei jimsels?’

‘We wienen allinne mar oan it boartsjen doe’t dit gebeurde, mem.’

‘Boartsjen?’

Sherm hold Free oerein. ‘Ja, Ada.’

‘Och! Mei God ús bewarje foar it lot fan Sodom en Gomorra! Free, kom opslach út dy sleep wei.’ Se stiek de earms út om him op te heinen. ‘Klim oer de kant en ik help dij wol nei ûnderen. Fluch!’ It slagge Free einlik om mei de rêch nei syn mem ta oer de kant te klimmen. Dy heinde him fan achteren op en liet him op de grûn sakje. ‘No, lit ús ris even sjen.’ Free die de eagen ticht. Fan skamte en pine moast er kreune. ‘Hoe kin dat no yn de goedichheid? Bist derop fallen?’ Free huvere.

‘Sherman. Wat dienen jim beiden dêr?’

‘We skylden allinne mar ús sipels.’

‘Wat mei dat yn godsnamme no wer betsjutte?’

‘It feltsje omleechstrûpe. Alle jonges dogge dat yn Jerusalem.’

Ada skodholle. ‘Myn jonge sa jong al ferkearde oanwensten te learen, skamje dij wat, Sherman.’ Ada seach der nochris nei. ‘Hij spat noch útinoar as we net gau help ynroppe. Sherm, helje gau Alfred op, en fluch wat!’ Sherm stode fuort. Ada tilde Free op en droech him yn ‘e hûs. Se naam him mei nei de sliepkeamer en lei him op har eigen bêd. Heel foarsichtich strûpte se him syn overal en ûnderklean út.

Al gau stampte Alfred de sliepkeamer yn. ‘Wat is hjir te rêden?’ Hij hoegde mar ien kear te sjen. ‘Oho, ik wit it al. Ik ha itselde in kear meimakke.’

‘Echt wier, Alfred?’

‘Ja. Us heit sei dat hij it ek in kear meimakke hat. It sit yn ’e famylje.’

‘Yn de famylje om dermei om te pielen?’

‘Nee nee, ik bedoel it sit yn de famylje om in nauwe foarhûd te hawwen. Ferduld, wat dat boartsjen oangiet, alle jonkjes wurde op in stuit nijsgjirrich nei harsels.’ Hij stoarre nei Free. ‘Ik kin him no better nei de dokter bringe.’

‘Wacht,’ sei Ada, ‘Drury is op fakânsje.’

‘Wat is dat ferdoarje no wer om distiid?’

‘Wacht,’ sei Ada. ‘De famylje Stickney hat krekt sa’n nij ding yn de hûs krigen, in telefoan. Miskien kinst dêr dy dokter yn Wodan belje.’

‘Goed, hoe hjit dy dokter?’

‘Ehhh ... dokter Barber. Ik wit syn namme noch omdat dat dy man is dy’t in heale Indiaan is.’

‘Wat hat dat der no wer mei te meitsjen?’

‘It is in heale barbaar. Fandêr dy namme Barber.’

‘O.’ Alfred bûgde him oer Free hinne om better te sjen. ‘Ik gean dêrhinne en belje him op.’

Free foel twa kear flau foardat de dokter út Wodan it hiem opsnuorre mei syn kettingoandreaune auto. Dokter Barber kaam rêstich en op syn gemak de sliepkeamer yn. Hij hie in swart oerhimd oan mei in sulveren horloazjeketting. ‘No, wat ha we hjir?’ Hij sette syn swart kofferke op it fuottenein en bûgde him foaroer om even te sjen. ‘Sjoch hjir ris, in licht gefal fan phimosis.’

Ada wreau yn de hannen. ‘Is dat slim, dokter?’

‘Nee.’ Dokter Barber hie in aardige stim. Hij glimke freonlik en hie in sulveren tosk. ‘Nee. Phimosis betsjut in nauwe iepening fan de foarhûd, sadat dy net weromlutsen wurde kin oer de ikel hinne. De jonge koe him wierskynlik wol weromlûke as de ikel net opswold wie, mar dat woe net doe’t de ikel fol bloed kaam te sitten. It bloed koe wol yn de ikel rinne, mar der net wer út. It is in oangeboaren ôfwiking dy’t út en troch foarkomt.’

Free begriep dat it eigenlik toch net sa slim wie. Syn kreunen waard wat gerêster.

‘En no,’ sei dokter Barber, ‘moat ik tink iderien freegje om de keamer te ferlitten, behalve de heit. Dy moat mij helpe.’

‘Mem?’ rôp Free.

‘No no,’ sei Barber. ‘It komt allegear wol goed hear, jonkje.’ Hij pakte in stik wyt katoen, geat der wat op en hold dat tsjin Free syn noas. It roek nei swiete benzine. En doe wie Free fuort.

Doe’t er wer wekker waard, hongen der om it hele bêd hollen oer him hinne dy’t nei him seagen: heit, mem, dokter Barber, Sherm,

Everett. Free hie in nuer slûch gefoel. Sherm seach nei wat tusken Free syn skonken. ‘Wat is der gebeur, Ada? Hat de dokter Free syn pisser derôf snijd?’

Alfred en de dokter moasten laitsje. Everett hold de hân tsjin syn noas. Hij roek dat swiete benzinespul yn de keamer. Ada moast ek glimkje. Mar it wie in Ada-glimke. ‘Hjir falt neat te laitsjen, Sherm. En as ik dij wie, soe ik der mar net tefolle oer prate hjir.’

Dokter Barber sei: ‘It komt allegear wer goed mei Free.’

Ada frege: ‘Hoelang moat er dat ferbân drage?’

‘O, sa’n wike. It is in sûne jonge en it helet fluch. Hjir is der wat salve foar.’ Al gau wie de dokter fuort yn syn gûnzjende kettingauto.

Dêrnei, as Free in mieltsje dwaan moast, moast er altyd nei syn mem ta dave om har te freegjen even it ferbân los te meitsjen. Dan gongen se even tegearre om de hoeke fan it wite hûs, sadat fan de dyk ôf gjinien har sjen koe. Free boarte in heel skoft net wer mei himsels, en syn heit en mem praten der noait oer.

Free ❀ 3

Op in jûn doe’t Alfred de kij yn de skuorre oan it melken wie, krige Ada skjin har nocht fan Everett. Dy kladdere hieltyd wer op in stoel en besocht dan mei syn finger bûter út de bûterfloat te slinen. Ada hie de tafel al dutsen foar it iten.

‘Free, ik moat hjir yn de keuken it flierdweilen ôfmeitsje foardat jim heit der ynkomt fan it melken. Wolsto derop passe dat er net bij de tafel komt? Foar mem?’

‘Jawol, mem.’ Free hold op mei syn blokken te boartsjen en gong tusken Everett en de tafel stean.

Everett fûn al gau wat út. Free hie mei syn blokken in stêd oan it bouwen west en woe net dat Everett him dêrbij holp. Dat Everett gong dêrhinne en smiet in pear huzen om oan ien kant fan de stêd. Free waard liik. Hij kaam op Everett ôf en blaasde syn wangen op tsjin him. Everett wykte achterút.

‘Bliuw fan myn stêd ôf,’ sei Free. Hij sette de huzen fan syn stêd wer oerein. Dat koste wat tiid omdat it ljocht, dêr’t er boude, net sa goed wie. Ada hie de lampespegel mear rjochte op it plak dêr’t se oan it dweilen wie.

‘Free! Ik miende datsto derop passe soest dat Everett net op de tafel klom.’ En jawol hear, dêr stie dy ferrekte Everett al wer op de stoel en hast klear om wer de finger yn de bûter te stekken. Free loek Everett hastich fan de stoel. Dy kaam mei in klap op de flier telâne.

‘Moai sa,’ sei syn mem. Der ferskynden triennen yn Everett syn

eachhoeken. Doe waard er lilc en stode op Free syn blokkestêd ôf om him om te traapjen. Mar Free wie him foar. Hij treau Everett fuort, sadat er de huzen net echt omtraapje koe.

Everett draafde doe op de tafel ôf. Free wie him dêr ek te gau ôf.

‘Moai sa, Free,’ sei syn mem, ‘mar doch him net sear.’ Se geat it smoarge wetter út it dweiltobke yn in grutte amer. Suchtsjend pakte se de tsjettel fan de kachel en begûn nij waarm wetter yn it tobke te jitten. Everett draafde opnij op Free syn stêd ta. Dy griep him fêst en hompte him oan de kant. Everett draafde wer op de tafel ôf.

‘Free!’ warskôge Ada bij it jitten. ‘Hâld him yn de gaten.’

‘Doch ik.’ Free wie dêr krekt doe’t Everett al heal op de stoel klommen wie. Free joech him in stevige dûst. ‘Dat sil dij leare.’

Everett ferlear syn evenwicht en trûzele achteroer fan de stoel. Hij kaam yn it tobke telâne dêr’t Ada gleon wetter yn oan it jitten wie. In part fan it wetter rûn achter bij syn read hokkerich kyltsje yn.

‘Everett!’ raasde Ada. Mei ien hân treau se Everett út it tobke wei en mei de oare smiet se de tsjettel achter op de kachel. ‘Everett!’ Everett syn eagen sakken hast oan syn noas ta.

Ada sprong oerein. Se betocht wat. Der stie in read blikje Calumet bakpoeier op de kastplanke. Dat pakte se gau, en wylst se Everett syn kyltsje bij de hals iepenskuorde, skodde se oan de binnenkant fan syn kyltsje it hele blik leech. Doe spatte se nei de doar en raasde ‘Alfred, fluch! Der is wat aakliks gebeurde mei Everett!’ Dêrnei pakte se Free bij de kraach en dûste him yn ‘e flecht wei sûnder jas de kjeld yn en rôp him nei: ‘Sjit op! Helje heit út de skuorre!’

Free draafde as in wyld. Krekt doe’t er bij de doar wie, stapte syn heit nei bûten ta. ‘Wat is der te rêden, jonge?’

‘Mem hat koaitsjend wetter oer Everett hinne getten.’

‘Godskes. As dat net de duvel sels befriest. Jimme jonges ek.’ Alfred sette it op in draven nei it hûs ta. Tsjin it ljocht fan it keukensrút liken syn skonken krekt in swarte skjirre dy’t heel fluch knipte. Doe’t se yn ‘e hûs kamen, hie Ada Everett al de klean útstrûpt en lei er neaken op syn búk op in kleedsje. Ada hie de lampespegel op Everett rjochte. Der siet in ôfgrypslik grutte blier op syn rêch. Dy lei dêr op him as in wettersek. Der lei oeral bakpoeier en moal oer hinne. Alfred stie dêr op syn lippen te biten.

Ada har siken kamen as stoom nei bûten. ‘Chja!’

‘Ik sil net freegje hoe’t dit kommen is,’ sei Alfred. ‘Teminsten no net. Mar ik freegje wol, wat no?’

‘Ik ha der al bakpoeier en moal oerhinne goaid. Ik ha yn Boer en Bedriuw ris lêzen oer wat je dwaan moatte mei brânplakken. Moal absorbearret de waarmte. En slút de lucht ôf.’

Alfred loek oan syn ear. 'We meie him net bewege.'

'O Alfred, dit is freeslik.'

'No ja, we kinne mar better wer de dokter derbij helje.'

'As de jonge yntusken dan mar net deagiet.'

Heit seach om him hinne nei Free. 'Wêr wiesto doe't dit sa kaam?'

Yn Free syn eachhoeken wâlen triennen omheech. 'Ik koe it net helpe, heit.' Hij hold in earm omheech foar it gefal dat syn heit him in draai om de earen jaan soe. 'Everett prebearre hieltyd om fan de bûter te slinen en doe ha ik him allinne mar bij de tafel wei treaun.'

Ada sei: 'Ik miende datst net freegje soest hoe't dit sa kommen is.'

'Wit ik. Mar ien moat hjir in oplawibus foar krije.'

'Wacht. It wie de jonge syn skuld net.' Se fertelde fluch wat der foarfallen wie. 'As it ien syn skuld wie, dan wie it wol dy fan mij.'

Alfred loek syn pet leech oer syn eagen hinne. 'No, goed dan. Der is ien dy't letter mei mij te meitsjen krijt. Mar no kin ik better nei Bonnie fleane en dokter Tom helje.' Everett gûlde net. Syn eagen seagen skilich op syn noas del.

Lang om let kaam dokter Drury. Hij ûndersocht Everett o sa presys. Hij like him net folle soargen te meitsjen. 'Ada, do hast troch dyn flugge tinken wierskynlik de jonge it libben rêden troch dat blik bakpoeier yn syn kyltsje te leegjen. Sadwaande is it net in treddegraadsferbrâning wurden.'

'Dan giet er dus net dea?'

Dokter Drury skodde syn grutte rûne holle. 'Nee. Mar hij sil in pear wiken lang net folle bewege kinne. Uteinlik sil it allegearre moai herstellen.'

'Hoe sille jo dat no ferbine kinne?'

'Gjin ferbân. We litte it sa't it is.'

'Do litst it wetter der dan net útrinne troch der in gatsje yn te pjukken?' frege Alfred. 'In lyts bytsje oan ien kant ûnder it fel bij de râne?'

'Nee. It weefsel dêrûnder hat ferlet fan dat focht en sûcht it measte dêrfan wer op. Boppedat, as we soargje dat de blier net brekt, dan hâlde we de baktearjes bûten.' Dokter Drury glimke nei Everett. 'Tinkst dat in skoftsje op dyn bûk sliepe kinst?' Everett lei noch altyd plat op it liif en en moast syn holle omdraaie om te knikken. Der rûnen op it lêst twa triennen út syn skilich sjende eagen. 'Flinke jonge, hear. Doch dat en it komt wer goed, jong.'

In wike letter koe Everett syn linkerhân net optille. Syn heit en mem gongen fuort mei him nei dokter Drury ta. Ditkear seach dokter Drury wol soarchlik. Hij ûndersocht Everett in heel skoft. Hij frege him om

dit en dan dat te dwaan mei syn linkerearm en dan dit en dat te dwaan mei syn linkerskonk. Everett koe syn skonk wol wat bewege, mar net syn earm.

‘It hat te krijen mei dy hele kant, tink?’ sei Ada.

Dokter Drury frege: ‘Jim oare jonge hjir, hat dy oait in probleem hân om syn hannen en skonken te bewegen?’

‘Nee,’ sei Ada. ‘Nee. Dy liket sa warber te wêzen as altyd. Hoedatsa?’

Drury tocht noch wat nei.

‘Wat is it, dokter?’

‘Ik bin bang dat it berneferlamming is.’

Ada wie yn triennen. ‘O, hie ik dy bern mar de wenkeamer ynstjoerd doe’t ik dy flier oan it dweilen wie.’

‘Ada, dy ferbrânde rêch hat der neat mei te krijen.’

‘Bist der wis fan?’

‘Ja, helendal.’ Dokter Drury draaide Everett om en ûndersocht de lange reade groede oer Everett syn rêch. ‘Dit liket teminsten aardich goed te heeljen. Behalve wat wyld fleis hjir op it skouderblêd.’

‘Wyld fleis?’ rôp Ada.

‘Ja, mar dat is net ernstich. Wyld fleis is allinne mar wat weefsel dat te fluch groeit en it sjocht der wat kerrellich út.’

‘Mar bliuwt der net altyd in rare groede oer fan wyld fleis?’

‘Miskien. Mar it foarnaamste is, de jonge herstelt fluch. En omdat er dat docht, krijt er miskien ek wer it gebrûk fan syn earm werom. Do hast sterke bern, Ada.’

Ada har gesicht wie wyt.

‘No dan,’ sei dokter Drury. ‘Ik tink dat we it folgjende dwaan moatte. De jonge moat syn earm oefenje. En ek de skonk.’ Hij skreau wat op in briefke. ‘Twa kear deis. As jim dat trou dogge, dan tink ik dat er wer opknapt.’

It duorre in hele moanne foardat se in bewiis seagen dat Everett syn earm it wer die. Se sieten te iten doe’t Everett him beweegde. De bûterfloat stie deun bij syn boardsje en hij beweegde syn linkerhân dêrhinne. Syn eagen seagen rjocht nei de bûter. En skilich seach er ek net mear.

Free ❀ 4

Free helle de post foar syn mem út de brievebus. Der siet in brief yn fan beppe. Free koe altyd sjen dat it in brief fan beppe wie omdat se altyd graach hjir en dêr krollen tafoege oan de namme. Ada lies dy middeis oan tafel de brief oan Alfred foar. Der stie yn de brief dat it mei pake

achterútgong en dat de hele famylje, foardat it noch minder waard mei him, bijelkoar komme moast foar in foto. It soe moai wêze om letter sa'n foto te hawwen. Ada draaide de brief om en waard doe sniewyt.

'No, wat is der oan?' Alfred hie de fuotten op in speak fan Everett syn tafelstoel. 'De dokter seit dat heit in tumor yn syn mage hat.'

'Hmmm.'

Ada seach yn 'e fierte. 'It is kanker.'

'Stiet dat dêr sa krekt?'

'Nee, mar ik kin it tusken de rigels troch wol lêze.' Ada seach as ferwachte se in sykloan. 'Dy earne heit. Hij hat it hjir yn Amearika noait echt goed hân.'

Alfred snúfde. 'Dat is net sa frjemd mei dy mem fan jim as frou.'

'No Alfred, ik wol net datst sa raar oer har praatst.'

'Ada, do witst sels heel goed dat it echt in kring is. Se sit jim heit altyd te narjen.'

Ada beseach de brief nochris goed. Har gesicht, en foaral de wangen, wienen sa wyt as in lyk. Alfred liet syn fuotten op de grûn ploffe. 'Ada, dan kinne we tink mar better dy Lew Westraw komme litte om in pear dagen foar ús it wurk te dwaan en dan direkt nei Jerusalem ôfreizgje.'

Free skuorde grutte eagen op. 'In heel ein ride yn ús nije Overland, heit?'

Alfred roste Free troch it hier. 'Ja. We draaie him oan de sturt en besjogge de boel dêr ris.'

'Jippppy!' rôp Free. Hij sprong fan syn stoel en sloech de earms om syn heit hinne. 'We geane op in lange reis nei de stêd fan beppe. En sjogge Sherm.'

Alfred moast laitsje. 'Ja, dat sil foar dij wol in hele aardichheid wêze.' Syn eagen sakken heal ticht. 'Ik wit noch fan de earste kear dat ik mei âlde Daise nei beppe har stêd reizge.' Alfred seach Ada wat fereale oan. 'Ik gong dêrhinne om jim mem op bêd ris stiif oan te krûpen.'

'Helendal net,' sei Ada. Mar se glimke wat.

Alfred sei: 'No Ada, dogge we dat? Ik ha dat krekt oan tiid foar it maisplôkjen.'

'Ja, dat moatte wij leau ik mar dwaan. Mar beloof datst net te hurd rydst. Myn hart hat it al dreech genôch.'

'Leave, ik sil sels net hurd nei ûnderen jeie.'

Dy freedts rieden se fuort. De reis naam sa'n heale dei. De Overland waard twa kear te gleon en dan moasten se stoppe foar wetter, ien kear bij Chokecherry Corner en ien kear yn Sioux Center. Alles siet ûnder it stof. Yn har eachhoeken hongen grutte wiete stofslerten. Free hie pinemage. Hij hie it gefoel dat er de hele tiid nei it húske moast, wylst er dat net koe.

Sherm seach har de hoeke omriden bij de wettertoer. Hij draafde fluch de dyk oer en wiisde har oan wêr't se de auto parkeare koenen, oan de noardkant fan de skuorre, dêr't se oer it paad hinne ride koenen. Sherm swaaide sa wyld mei de hannen dat er Alfred suver yn de war brocht. Mar dy ried om in hege giele waaibeam hinne en sette de auto op it goede plak del.

De waaibeam dêr't se ûnder stoppen wie reusachtich. Free koe net leauwe dat in waaibeam sa heech wurde koe. Hij fergeat syn pinemage en klom út de auto en gong alderearst nei de waaibeam. Dy wie twa kear sa heech as har eigen waaibeam thús. Hij stoarre nei de swiere stam dêr't dy yn de swiere kromme woartels oergong. Hij wie yn omtrek noch grutter as syn mem har iterstafel. De woartels liken op sûgen dy't yn de modder slipten. Doe seach Free omheech. Omheech en omheech. De giele blêden boppe-oan wienen sa heech, it like in wolk giele ealgebijen dy't om elkoar hinne sirkelen.

Syn heit en mem staptten achter him út. Sherm tikke him tsjin de earmtakke. 'Hee, silst nochris "goeie" sizze?'

'Fansels wol.'

'Kinst mar better dwaan. Ik bin dyn omke en kin it dij sizze litte.'

Beppe kaam grut en breed ta de keukensdoar út. Har brilleglêzen skitteren yn it ljocht. 'Sa. Dat jim binne dan toch kommen. Jonge noch ta.' Se wuolle de skelk om har hannen hinne. 'En myn lytse beppesizzers binne der ek.' Se stiek de earms nei Free út. 'Kom, jou dyn âlde beppe ris in stevige tût.' Free hold fan beppe as se op besite kaam, mar net fan al dy kliemske drokte dy't se om him makke. Hij glimke mar wat en liet beppe him in wiete tût jaan. Dêrnei tute beppe gûlend syn mem. Doe fûstke syn heit mei beppe en knikte har ta.

Beppe seach Everett allinne achter yn de auto sitten. Se stiek de hannen nei him út en joech him in stevige skriemerige tût. 'Earme stakkert, en hoe is it no mei dij, nei dyn ûngelok?' Doe roek se syn broek. 'Foei!' sei se.

Ada liet de holle wat hingje. 'Ja, ik wit it,' sei se, 'ik tink dat er dat oan diskant fan Sioux Center dien hat.'

'Ik miende dat er no al skjin wie.'

'Dat wie er, mar dy brânwûne hat him in tebekset jûn.'

'Earme siel.'

Alfred sei: 'Wêr is John?'

Sherm sei: 'Dy is betonpaden foar de stêd oan it lizzen.'

'No, ik sis earst jim heit even dach en sykje dan him op.' Troch it keukensrút seach Free in âld man oan in tafel sitten. Hij hie in brune snor en leunde foaroer om har better sjen te kinnen. Hij seach der wurch út. Free koe him net werom.

Syn mem seach de man foar it rût ek. ‘Och, wat is heit feroare.’

Beppe begûn opnij te skriemen. ‘Ja, dy earme man. Hij woe hjirhinne rinne om jim te begroetsjen, mar dat woe ik net lije.’

‘It hie him gjin kwea dien om nei bûten te gean,’ sei Sherm. ‘Even yn de sinne hie him goed dien.’

‘Sherm, stil do,’ snurre beppe. Se slokte har triennen wei. ‘Wat witsto dat er dwaan kin, baas?’ Se gongen yn ‘e hûs. Ada droech de tas mei ruften. In húsketûntsje stie op de stoepe te stjonken. Yn de keuken hong de lucht fan sipels dy’t yn nierfet bakt waarden. Dat roek net echt lekker.

Ada konfoaide Free en Everett mei de hannen nei de âld man bij it rût. ‘Sis pake ris even dach, jonges.’ De snor fan de âld man wie heel grut. Hij hie wite wynbrauwen. Hij seach dwers troch har hinne. Syn leunstoel wie grutter as dy fan har heit. Dat like net bêst mei dy tumor yn syn mage. Hij seach nei Free syn noas, doe nei syn hannen, doe nei syn skuon. ‘Sa,’ sei er, ‘myn namgenoat wurdt no echt in grutte keardel.’

‘Jou pake ris in hân,’ sei Ada. Free stiek syn hân út. Pake hold Free syn hân yn syn beide hannen beet. Hij hie grutte hannen. Krekt as heit. Free loek syn hân werom.

Beppe begûn wer te skriemen en makke sa har brilleglêzen wiet. ‘Ja, lytse Alfred, dêr sit er no, dy ienris sa sterke man, te swak om stean te gean en syn pakesizzers te begroetsjen.’

‘Hij kin wol oerein as er dat wol,’ sei Sherm.

Ada leunde foaroer en joech pake in tût op ien fan syn wangen. Doe treau se Everett nei foaren. ‘Everett, jou do pake ek in hân.’

Everett stiek de hân út. Hij seach syn pake sydlings oan. Dêrnei fûstke syn heit mei pake. ‘No, heit, dat is even lyn.’

‘Ja, Alfred. Te lang lyn.’ Pake hie in seare kiel.

Alfred naam in stoel bij it rût tsjinoer pake oan de tafel. De leunstoel kreakte. ‘Ja. Goed waar om beton te stoarten.’

Syn skoanheit trochboarre ek him mei de eagen. ‘En hoefier bist mei it lânwurk?’

‘Bêst. It lêste ploegjen is dien. Klear om de mais te plôkjen sa gau’t it even goed friest.’

Ada naam Everett bij de hân en gong mei de ruftetas de oare keamer yn om him te ferskjinjen.

Sherm knypeage nei Free. ‘Giest mei nei bûten om te boartsjen? It is noch wol in oere foardat it iten klear is.’ Free folge him nei bûten ta.

‘Meitsje jim klean no net smoarch, hear!’ rôp syn mem har nei.

Free moast de hele tiid oan dy hege waaibeam tinke. ‘Hast wolris prebearre bij dy beam op te klimmen, Sherm?’

‘Nee. Te dik om de earms der omhinne te krijen. Boppedat, waiibeamtûken binne meastal te gefaarlik om op stean te gean.’

‘Hoedatsa?’

‘Se knappe te gau.’

‘Hat jim pake gjin ljedder om deryn te klimmen?’

‘Dat is jim pake, jonkje, en myn heit.’

‘Jim heit dan. Hat dy gjin ljedder?’

‘Wat soe dat helpe? Dy soe lang net lang genôch wêze om oan de earste grouwe tûke ta te kommen om derop stean te gean. Boppedat, ús mem wol it net lije.’

‘Do bedoelst jim beppe.’

‘Jim beppe, suffert, en ús mem.’

Free stoarre bij de hege beam omheech. Der sieten in pear lysters op in tûke healwei de beam. Troch de wyn sieten se op in moaie wipwap. Se songen har de rôze tonkjes út it liif. ‘Man.’

‘Kinst der better noch mar even goed nei sjen salang’t it noch kin.’

‘Wêrom dat?’

‘De gemeente seit dat we him dizze winter omkappe moatte.’

‘Sa’n grutte prachtige beam omkappe? Wêrom?’

‘Hij giet dea dêr’t er ôfrûne simmer troch de bliksem troffen is. Sjoch mar.’ Sherm naam Free mei nei de kant fan de buorman en wiisde nei in plak dêr’t de bast der ôfskyld wie. Under oan de wite groede wie ferrotte hout te sjen. Sherm skopte tsjin it ferrotte hout oan en syn tean sonk der wol in tombreed yn op. It wie al heal ferrotte. ‘De gemeente is bang dat er op in dei bij noardwestewyn omwaait en dan telâne komt op dy húskes en skuorkes en har dan ferplettert.’ Hij trape noch in kear fûl mei syn skoech. ‘Ja, dy âlde knaap hat der west. Dizze winter fersaagje heit en John him ta kachelshout.’

‘Is pake dan no net te siik om te wurkjen?’

‘Heit is helendal net sa siik. Dat sit ús mem allegear mar yn ’e kop.’

Free frege him ôf hoe’t dy tumor yn pake syn mage der útseach. ‘Wurdt pake opereard?’

Sherm waard lilik. ‘Nee. Hij wurdt net opereard.’ Free wie dêr bliid om. In operaasje wie wat freesliks. Syn heit hie syn mem ferteld oer de operaasje fan frou Liveright en hoe’t se al har yngewant op har boarst lein hienen wylst se om de tumor sochten. Frou Liveright wie deagongen.

‘Sille we op it skoalplein boartsje?’ sei Sherm doe. Se draafden de strjitte oer. Sherm sei: ‘Kom mei nei de oare kant fan de skoalle. Se ha dêr in grut gat makke foar in nije doar troch de âlde muorre.’ Se draafden nei de achterkant fan it skoalgebou. De timmerlju wienen foar dy dei al nei hûs en Free en Sherm koenen hinnegean dêr’t se

mar woenen. Oeral stieken nije planken nei bûten en sa't Sherm sein hie, se hienen in grut fjouwerkant gat kapt, rjocht troch de grize pleistere muorre hinne. It like in soad op slachtsjen. Sherm gong it earst troch it nije gat de âlde skoalle binnen.

‘Wolst sjen wêr’t ik sit?’ frege er. Free knikte. Sa seach in skoalle der dus fan binnen út. Sherm gong him foar in lokaal yn dat fol stie mei bankjes. Hij wiisde nei ien achtern. ‘De meester hat mij achtern setten omdat ik altyd de hân omheechstek.’

Free stoarre nei it bankje. ‘Wêrom dochst dat, dyn hân opstekke?’

‘Ast it antwurd witst, dan stekst altyd de hân omheech, sokses. En ast nei it húske moatst.’

‘O.’

‘Gean ris op myn bankje sitten,’ sei Sherm. ‘Sjen oftst deryn past.’ Free glied op it glêde sitplak. Hij hold de sydkanten beet. It paste goed. ‘Doch de skriuwtafel iepen,’ sei Sherm. ‘Til it lid mar op.’

Free kipe ûnder it lid. Der lei in boek yn en in potleaddoaske, in skriwblokje en in lyts laaike mei kryt en in doaze kleurpotleaden. Free woe dat hij ek in doaze hie mei in dûbele rige kleurpotleaden. Sherm loek in blêd út it skriwblok. ‘No ris even sjen hoe goed oftst kleurje kinst. Dat wie it earste dat we dwaan moasten.’ Free moast poepe. It fiede krekt as wie it der al. Miskien krige er no de loop fan dy pinemage dy’t er ûnderweis nei Bonnie hân hie. Hij kniep it werom omdat er it krekt op dat stuit te drok hie. ‘Toe dan, kleurje dan.’ Free pakte in brune kleur en tekene Swalker. Doe kleure hij him yn mei Swalker syn giele kleur.

‘Hee, miskien hoechsto net iens nei skoalle. Do kinst al aardich kleurje.’ Free moast dêr om laitsje. En wylst er dat die, liet er der in bytsje útrinne. Syn ûnderbroek soe wat fiis wurde.

Al gau sei Sherm: ‘Krammele, hast wat dien?’

‘Nee.’

Sherm soe krekt bij de trep oprinne, doe’t der fan de oare kant fan de strjitte roppen waard.

‘Sherman, it is iterstiid. Sherman?’

‘Ferhip,’ sei Sherm, ‘no, we kinne tink better earst ite.’

Doe’t se yn ’e hûs kamen, wie beppe de tafel oan it dekken mei de moaie boarden en pake siet noch altyd bij it rút. Free syn heit wie ergens bûten en syn mem hie Everett op skoat. Beppe lei Free de hân op it skouder. ‘Ik wedzje datst honger hast.’

‘In bytsje.’ Doe sei Free: ‘Mem, ik ha sjoen wêr’t Sherm yn skoalle sit.’

‘Yn skoalle?’ sei syn mem. ‘Hoe kaamsto dêr?’

‘Sherm hat it mij sjen litten. Se ferbouwe de skoalle en je kinne deryn komme troch in nij doarsgat.’

Sherm glimke: ‘Ja, ik ha him op myn plak sitte litten, Ada. Hij wurdt heel knap op skoalle.’

‘Hoe kinst dat witte?’ frege Ada.

‘Hij kin al aardich goed kleurje.’

Beppe loek de noas op. ‘Hat ien hjir wat fleane litten?’

‘Miskien is it Everett wer,’ sei Ada. ‘De reis hat him tink wat fan streek makke.’ Se roek oan Everett. ‘Nee, dat is wol goed. Bisto it, Free?’

Free stapte achterút. Beppe kaam op him ta. Se pakte him bij de kraach fan syn matroazepakje en besnúfde him fan tichtbij. ‘Tocht ik it net. Kom mei, nei de sliepkeamer.’ Beppe wuifde Ada fuort. ‘Ik rêd der wol mei. It is myn beppesizzer en we binne goede maten. Kom.’

Free liet him troch beppe Sherm syn sliepkeamer yn triuwe. Beppe loek syn ûnderbroek nei ûnderen. ‘Oho, it wie dus mear as inkeld mar in skeetsje yn de broek, hè? It wie gelokkich net folle. It is net nei dyn blauwe broek trochlekt. Hjir, we lûke dyn ûnderbroek út en waskje dy gau even. Do kinst wol even yn dyn matroazebroek omrinne wylst dyn ûnderbroek droeget.’

Ada kaam de sliepkeamer yn. ‘Skamje dij wat, Free.’

Beppe ferguodlike it wat. ‘Ungelokjes komme foar, Ada. No jonge, fuort mar. Freegje Sherm mar wêr’t ús húske is.’ Sherm stie bûten ûnder de appelbeam foar de keukensdoar. Hij trape yn de blêden fan de beam om.

‘Wat dochsto?’ frege Free.

‘Ik wie der wis fan dat ik fan ’e moarn in appel yn it gers seach. Der wie noch ien oer. Hmm. John moat him sjoen hawwe en mij foar west hawwe.’

Free woe wol dat syn mem in appelbeam sa ticht bij de keukensdoar hie. Dan koenen se gewoan yn de beam op klimme en altyd alle appels dy’t se mar ha woenen plukke.

‘Dêr is dyn omke John,’ sei Sherm. Free syn heit kaam de hoeke fan de skuorre om mei in oare man. Dy like op Sherm, allinne grutter. Hij hie deselde wynbrauwen, wite. Mar dêr’t Sherm ljochtgiel hier hie, dêr hie dy oare man brún hier. Syn heit en omke John stoppen om nei heit syn auto te sjen. Omke John makke oan ien kant twa gaspen los en die de motorkap iepen. Hij beseach de binnenkant. Hij fûn de Overland ek moai.

‘Sit der wat pit yn?’ frege omke John.

‘Ik hoech him bij de heuvel op amper werom te skeakeljen,’ sei syn heit.

Omke John seach Free stean. Hij die de motorkap fan de Overland wer ticht. ‘Tsjong, myn earste omkesizzer.’ Omke John wie hast like

lang as heit. Hij droech in overal en in jaske dy't ûnder it semint sieten. Syn lippen laken krekt as soe er nei him knypeagje. 'Kin er al in ko melke, Alfred?'

Alfred lake. 'Noch net echt. Mar soest him ris nei de riviertongerpodden dûken sjen moatte.' Alfred fertelde omke John oer de kear dat Free yn de wetterbak foel. Free waard lilk op syn heit. No soe omke John altyd wat hawwe om him mei te pleagjen.

Sherm frege: 'Bist jûn te wurch om honkbal te spyljen, John?'

'Wat? Ik bin noait te wurch om honkbal te spyljen. Is der noch wat tiid oer foar iten?'

'Jawol,' sei Sherm. 'Mem hat de jirpels noch net iens opset.'

'Wat nuver dat sij ús sa betiid roppen hawwe,' sei Free.

'O,' sei Sherm, 'dy froulju wolle dij foar iterstiid altyd tichtbij hawwe.'

Omke John wreau syn hannen oer elkoar. Dat klonk as skuorpapier. Free huvere derfan. 'Helje de wanten dan mar. Alfred, do spilest noch wol, tink?'

'Ik bin bij it team fan de kongregasjonalisten weigongen doe't ik troude,' sei Alfred.

'Mar do kinst it noch wol in bytsje, doch?'

'Ik tink fan wol. Ada sil it net al te slim fine.'

'Ada kin de pot op. Moatst dij troch froulju noait fertelle litte hokker sport asto net spylje meist.' Omke John wreau him nochris yn de hannen. 'En Sherm, nim ek in want mei foar myn lytse omkesizzer.'

'No, ik wit net,' sei Alfred. 'De jonge hat noch net folle spile. Allinne mar mei Sherm mei in rubberbal.'

'Watte?' Omke John sloech de eagen omheech, as wie dat it slimste nijs dat er oait heard hie. Hij skode syn blauwe pet nei achteren sadat syn brún hier der oan de foarkant út brûsde. 'Wat? Hasto noch noait honkbal spile mei dyn eigen jonkje? En dat wylst er sokke prachtige grutte hannen hat?'

'Ada wol net lije dat ik him honkbal lear.'

Omke John swaaide bestraffend mei de finger nei Alfred. 'Harkje ris even. Ada is in geweldich frommes. Dat witst sels ek wol. Mar der is ien ding dêr't se it finaal bij it ferkearde ein hat. Dat hat se fan heit, dy't ek net fan honkbal hâldt.'

Sherm kaam mei fjouwer wanten oansetten. Ien dêrfan wie in jongeswantsje en Sherm joech dat oan Free. Dy loek him oan. Doe fieldde Free dat er hast wer poepe moast. 'Hee, Sherm, wêr is it húske. Ik moat heel noadich.'

Sherm wiisde. 'Dêr, ûnder de druvebeam.'

Doe't Free weromkaam, wienen syn heit en syn beide omkes al oan it

spyljen. Se spilen ‘burnout’ en laken as it har slagge om de oar de bal falle litte te litten. Free stie te sjen oant omke John him fernaam.

‘Hee, jonge, hjir is ien foar di. Lûk dyn want oan.’ Hij goaide de bal nei him ta. ‘Pas op. Dy bal is hurd. Krij him net op dyn noas.’

Free stiek beide hannen omheech en heinde de hurde brune bal op. Mei in want oan wie de bal makliker te heinen as in rubberbal mei de bleate hannen. Mei har fjouweren makken se in fjouwerkant en smieten se de bal de hoeken om. It waard súntsjesoan tsjuster en al gau wie de bal min te sjen.

‘Hee,’ sei omke John, ‘dat jonkje kin goed heine.’

Alfred lake breedút. ‘Ja, dat docht er.’ Nei in skoftke waard der achter omke John op it keukensrút tikke. It wie pake en hij swaaide de finger hinne en wer nei har.

‘Tiid foar de rôge, tink,’ sei omke John.

‘Ferhip,’ sei Sherm, ‘krekt no’t we sa’n wille hienen.’ Se goaiden har wanten op de stoepe en marsjearden it hûs yn. Yn de keuken stonk it nei noch mear sipels dy’t yn kowesmoar bakt waarden. Free hope dat de jirpels net op dy manier bakt waarden. Se wosken elk om syn beurt de hannen.

‘No,’ sei beppe, ‘wêr sille we iderien oan tafel sette?’

Free lei syn hân yn de grutte hân fan omke John. ‘Mei ik bij di sitte?’

‘Fansels wol,’ sei dy. ‘Fynst wol goed, hè Ada?’

Ada glimke wat skealik. ‘As Alfred oan de oare kant fan Free sit. Dy jonge kin soms sa wiis wêze.’

Se gongen allegear sitten. Omke John en Free en syn heit oan de kant fan it oanrjocht, Sherm en syn mem en Everett oan de kant fan de wenkeamer, en beppe en pake oan de kant fan de kachel. De klok en de Bibel op de planke en it waarhúske boppe harren wie de fjirde kant.

‘Na,’ sei pake, en hij seach elkenien yn de eagen, ‘lit ús bidde.’ Hij lei de earmtakken op de tafel, die de hannen foar syn gesicht gear en sleat de eagen. ‘O Heare, dy’t ús skûlplak is yn in wrâld fol geweld, wij komme ta Jo op de jûnsoere fan dizze dei ...’

Free die de hannen ek foar syn gesicht gear. Hij die de fingers wat faninoar en kipe der trochhinne. Beppe rôle mei de eagen achter de tichte eachlidden. Syn mem siet rêstich mei ien hân op de earm fan Everett. Sherm wie ek rêstich. Syn heit oan syn linkerkant sykhelle stadich. Free wie ferheard doe’t er stikem even opseach nei omke John. Omke John kipe ek troch syn fingers hinne en seach him rjocht oan. Foardat Free gau syn fingers wer bijinoar dwaan koe, knypeage omke John even stadich nei him, en makke doe in beweging mei syn holle dat er better ophâlde koe mei kypjen of oars soe ien him betraapje. Free kniep de eagen ticht. Hij hold fan syn omke John.

‘... tankje Jo dat Jo ús beminden feilich nei ús famyljetafel brocht hawwe. Yn de namme fan Jezus. Amen.’

Alfred flústere nei Free: ‘Toe mar.’

Free sei syn lytse neigebedsje op: ‘Heare, segenjedisspiisomjezus-wilamen.’ Hij die de eagen wer iepen.

Pake seach nei Everett foar dy syn beurt.

Ada sei: ‘Everett bidt op ’t heden net, heit. Nei dat ûngelok is er alles ferleard.’

Omke John makke in grapke oer Everett: ‘In ôffallige, sjoch ik wol.’

‘No no,’ sei pake strang, ‘lit ús de lytse ûnskuldigen net bespotte.’

Pake begûn it iten om te partsjen. Hij naam sels neat. De blauwe pannen mei iten gongen de tafel rûn nei Alfred. Dy skepte earst foar Free út en doe foar himsels, en joech se doe oer oan omke John. Free krige bakte jirpels mei sipels, in stik kôke woarst, ien lyts skiifke reade byt, en in bulte soerkoal. Alfred struide der wat sâlt en piper oer en sei tsjin him dat er begjinne mocht.

It stikje reade byt wie lekker. De woarst wie krekt sâlt genôch. De soerkoal wie net sa min mei piper der oerhinne. Mar de bakte jirpels mei sipels wienen ferskriklik. It fet dat dêryn siet plakke syn lippen fêst. Free woe wol dat Swalker ûnder de tafel siet. Thús holp Swalker him altyd stikem om dingen te iten dy’t er net mocht.

Beppe seach lilke nei pake syn board. ‘No, hjir doch ik myn bêst om in spesjaal miel foar myn man te meitsjen en sjoch hjir no ris. Hij yt der neat fan.’

Pake sei: ‘Bakt iten kin ik net ferneare.’ Hij wie hast te wurch om te iten. ‘Do witst bêst dat bakte jirpels mij swier op de mage lizze.’

‘Dat is it helendal net. Do bist gewoan dwers en wolst neat ite wat ik klearmeitsje.’

Pake prate stadich. ‘Frou, alles wat ik frege, wie wat tinne bûljon, en dat klearmeitsje hie dij net safolle drokte koste.’

Beppe prottele: ‘Tinne bouillon set neat oan bij dij.’

Pake sleat de eagen en lei se op syn knokkels. ‘It iennige dat ik frege wie wat tinne bûljon. Yn myn eigen hûs.’ Iderien oan tafel seach nei syn board. Free iet fan syn fette jirpels, ek al fûn er se fiis.

Beppe gong sa hommels stean dat se de molkkanne hast omreage. ‘Goed dan, ast sop ha wolst, silst sop krije. Ik meitsje snert, spesjaal foar myn hear en master, dy’t doart te tinken dat ien fan heger komôf syn slavin wêze moat.’

Pake leunde noch swierder op syn knokkels. ‘Frou, asjeblyft. Ik wol graach allinne tinne bûljon. Gjûn tsjokke snert.’

Omke John smiet syn mes en foarke del. ‘Mem, ferduld noch ta, wêrom kinne jo dy man net jaan wêr’t er om freget? Foar ien kear?’

Beppe blaasde harsels op. ‘Wat? Ien fan myn bern doart de kant te kiezen fan in tirannike heit?’

‘Ja,’ sei omke John. ‘Ik kies de kant fan myn stjerrende heit.’

‘Wat!’

Omke John draaide wat mei de de holle, krekt as wie er tagelyk in bytsje bang fan beppe. ‘Mem, heit fielt him echt siik yn de mage en en hij kin dêr gjin dreech iten ferneare.’

Beppe seach sa woest as in lilke hoanne.

‘No, en binne Ada en de famylje dêr dan net om kommen? Omdat heit sa siik is dat we tochten dat we mar better gau in foto meitsje litte koenen fan de hele famylje, foardat it te let is?’

De triennen spatten Beppe hast út de eagen. ‘Och! Iderien is tsjin mij, wylst wat ik hie, doe’t dy galstiennen út myn liif helle waarden mei in mes en sûnder eter, toch folle slimmer wie.’

Ada gong oerein en lei de hân op har mem har skouder om har del te bêdzjen. ‘Ik wit wêr’t mem alles hat en ik meitsje gau wat tinne bûljon foar heit. Ik ha toch al net sa faak de kâns om foar myn heit te koaitsjen.’

Beppe gong sitten. Nei in skoftke begûn se yn har iten te pjukken. Se ieten allegearre mûsstil, wylst Ada de bûljon klearmakke.

Free iet noch wat fan syn freeslike jirpels. Hij besleat om nei oare dingen te sjen wylst er iet, om sadwaande net te witten wat er yn ’e mûle stoppe. Nêst de klok hong in blêd fan klaai mei letters dêryn snijd. Free wiisde dernei mei syn foarke. ‘Wat stiet dêr, omke John?’

Omke John knypeage him wat nuver ta. ‘Freegje jim pake mar. Hij hat it meinommen út it âlde lân.’

‘Pake?’

Pake glimke, tryst. Hij lies de letters mei flûsterjende lippen. ‘*Sjuch, God is great en wy bigripe Him net.*’

‘Wat betsjut dat, pake?’

Pake fertaalde dat yn it Ingels en sei dat it Frysk wie.

‘Wêrom kin God net Ingels prate?’

Pake syn eagen wienen hast ticht. ‘Ut de mûle fan lytse bern ... no, pakesizzer, dat kin God wol. Mar sa hat Er in kear tsjin myn pake praten. Heel lang lyn, yn it Frysk.’

‘O.’

Doe foel Free syn ach op it waarhúske. It foel him op dat de âlde frou mei minwaarklean wat nei bûten ta rûn wie, wylst de âldman mei goedwaarklean wat ûnderdak slûpt wie om net wiet te wurden.

Alfred murk wêr’t Free nei seach. ‘Lit ús hoopje dat it waar goed bliuwt oant we nei hûs ta gean. Ik ha noch altyd gjin kettingen foar om de bannen kocht foar de Overland.’

Omke John knikte. ‘Foaral foar dizze streek. As dy kliemske modder hjir wiet wurdt, kinst it hele lân om dyn tsjillen wuolje.’

Everett prebearre stikem mei de finger fan de bûter te slinen, mar Sherm betrape him. Sherm tikke sa fûl op syn finger dat de bûter omheech fleach en delkaam op de brêge fan beppe har bril. Dy skeat achterút, en seach skilich. Se fage it klútsje bûter derôf. Omke John moast laitsje.

‘Fynt Joan it wol moai om foar de famylje Waxer te wurkjen?’ woe Ada witte. Beppe mompele wat. ‘Salang’t it duorret.’

Omke John sei: ‘Ik tink dat Joan dêr ferskillende kearen mei de broek fan skamte oer de holle weikommen is. Troch de jonge Pete Waxer.’ Ien dy’t thúskomt mei de broek oer de holle? Free moast laitsje, mar wist net presys wêrom. Doe moast er oan syn fize ûnderbroek tinke, dy’t noch ergens yn ’e hûs te droegjen hong.

‘Ja ja,’ sei beppe, ‘en dy wylde freondinne fan har, dy Genevieve Hass, dy makket it der ek net better op.’

‘Wat is der mei har te rêden?’

Beppe woe neat sizze.

Omke John lake. ‘Der is neat echt te rêden mei Genevieve ... behalve dat se sa kreas is, dat se de sûnde wol wurdich is om út de broek te helpen.’

Pake rôle de blauwe eagen omheech. ‘John.’

Omke John lake noch in kear. ‘Heit, jo witte likegoed as ik dat, salang as de Heare dy twa masinen ferskillend makket, jonge minsken se oanelkoar keppelje sille om te sjen wat der dan gebeurt.’

‘Mar toch, John.’

‘Ja,’ sei Ada, ‘en alle potsjes hawwe earen.’

‘Is dy Joan ús muoike Joan, mem?’ frege Free.

‘Ja, dat is jim muoike,’ sei Ada. ‘Jim sjogge har moarn wol as wij it famyljeportret meitsje litte.’

De bûljon wie einliks waarm en Ada brocht dat yn in blauwe kom nei har heit. Pake sloarpe der stadich fan. ‘Aaah. Dat is hearlik. Einliks in segen foar myn mage.’ Hij begûn wat op te libjen.

Doe kaam de rys. Mei brune sûker wie dat hearlik. Omke John smaarde in stik brune bôle foar him. Dat wie sa tsjok as in psalmboekje. Mei bûter en sûker der oerhinne wie it ek hearlik.

Doe’t iderien sawat klear mei iten wie, seach beppe Free strieljend oan. ‘No, jonkje, bist propsêd?’

‘Hjir oan ta.’ Free hold syn hân foar syn adamsappel.

Nei iten wie it te tsjuster foar honkbal. Dat Sherm helle syn tinnen soldaatsjes foar it ljocht en de kanûnen en se boarten ûnder de rûne tafel yn de wenkeamer. Sherm krige de blauwe soldaatsjes en boarte

dat er it Noarden wie. Free moast de grize krije en boartsje dat er it Suden wie. Free wist net sa goed hoe't er oarlochje boartsje moast, dat hij liet it him foardwaan troch Sherm. De soldaatsjes moasten dan hjir en dan dêrhinne marsjearje. De generaals moasten de hele tiid de soldaten hinne en wer bewege litte. En je koenen in generaal net sjitte. Sherm liet Free in pear fjildslaggen winne. Mar Sherm wûn altyd de oarloch. Der wienen mear blauwe as grize soldaatsjes en mear kanûnen oan Sherm syn kant, dat as je de soldaatsjes ien foar ien oan elke kant delskeaten, dan moast Sherm wol winne. Free murk in grut skilderij op oan de muorre nêst it kabinet. Dêr stienen marsjearjende soldaten op, en in generaal mei in heel soad medaljes op syn boarst. De soldaten wienen yn it blau, krekt as dy fan Sherm.

‘Binne dy út itselde lân as dyn Noarden, Sherm?’

‘Nee.’

‘Wat lân is dat dan?’

‘It âlde lân.’

‘Wêr is dat dan?’

‘Fier oer de see.’

‘Wêr is de see?’

‘Krammele, Free, witsto dan neat?’

‘Net safolle.’

Oan de oare kant fan it kabinet hong in oar skilderij. Der stienen puntige heuvels op en swiere hingjende wolkens mei reinbuoien derûnder, en in brede rivier mei in boat derop.

‘Wat is in see?’ frege Free.

‘In plak dêr't safolle wetter is dat je der sels gjin brêge oerhinne bouwe kinne.’

‘As yn dat skilderij?’

‘Kom op, trochspylje. It is dyn beurt om dij werom te lûken.’

Der wie net folle oan om oarloggen te ferliezen. Mar Free fûn dat de soldaatsjes moai makke wienen. Se hienen noazen, en guon laken. Al gau wie it tiid om op bêd. Free seach hoe't beppe de fingers yn de mûle stoppe en har toskten derút loek. Dy lei se yn in glês wetter. De toskten laken yn it wetter. Doe't beppe de lippen sleat, like se op in geit.

Beppe moast laitsje om hoe't Free har oanstoarre. ‘Ja, myn jonkje, myn toskten binne as de stjerren, se komme elke nacht te foarskyn.’

Ada krige Everett beet en naam him mei nei Sherm syn sliepkeamer. Se liet him op knibbels nêst de pot sitte. Mar hij woe net pisje as Free en dêrnei Sherm earst net wat yn de pot dien hienen.

Beppe befielde Free syn ûnderbroek, dêr't dy oer in stoel te droegjen hong. ‘Aha, droech genôch om fannacht op bêd te dragen.’

‘Even geduld,’ sei Ada. ‘Ik ha syn nachthimd meinommen.’

Sherm en Everett en Free gongen op knibbels nêst it bêd sitten. Sherm bidde en dêrnei Everett.

‘No, Free, en do dan?’

‘Mem, is pake itselde as God de Heit?’

‘Yn ’e goedichheid, nee. Wêrom fregest dat no wer?’

‘No, hij liket op Him op de plaatsjes dy’t we thús hawwe.’

‘Nee, God is boppe pake, en folle sterker.’

‘Dan krijt God noait in tumor yn syn mage?’

‘Jonge, wat is dat no foar fraach.’

Sherm gong oerein. ‘Ja, hij freget je it himd fan dyn kûnt, ast net oppast.’

‘Bidde, Free.’

Free die de hannen op it bêd gear en sleat de eagen. ‘No’t ik mij op bêd deljou, bid ik de Heare myn siele te behâlden. En Heit God, gean fannacht nei pake syn keamer, en helje syn tumor dêrwei wylst er lekker sliept en smyt dy dan yn de hel. Dan kin pake moarn fan bêd komme en moai mei ús honkbalje. Om Jezus’ wil. Amen.’

‘Tsjongejonge,’ sei Ada. Beppe, dy’t achter har stie, begûn te gûlen.

Ada skodholle. ‘Goed Free. Op bêd no. Wat in gebed.’

‘Miskien harket God wol nei sa’n gebed,’ sei Sherm. ‘Fan mij mei it.’

Ada skodholle nochris wylst se har ynstoppe. Doe pakte se de nachtlampe en beppe foar har útdriuwend liet se har achter yn it tsjuster.

Free hearde de folwoeksenen op bêd gean. Pake en beppe wienen yn de keamer nêst har. Beppe grommele en beweegde de hele tiid, en lei as in wyld op it matras te draaien, oant pake lang om let heas raasde: ‘Frommes, hâld no toch ris op!’

Sherm begûn yn it tsjuster grappen út te heljen, dat Free moast op syn iepenst wêze. Sherm liet in kear in skeetsje fleane, heel sacht yn syn hân, dy’t er der fluch omhinne sleat en doe Free yn it tsjuster foar de noas hold.

‘Jakkes!’ barste Free út. ‘Dyn binnenste rûkt nei âld hea.’

Sherm lake. ‘Sa roeksto ek doest fan ’e middei út de skoalle kaamst.’

‘Wa’t bij in oar wat rûkt, hat sels wat poept.’

‘Hee, dat is in goeienien. Dy wol ik in kear tsjin John brûke. Hij seit altyd dat ik de earste bin dy’t ien fleane lit.’

Free syn eagen wenden oan it tsjuster. Al gau koe er op in kalinder op de kastdoar in plaat fan in trein ûnderskiede. De lokomotyf ried hurd, mei in soad riik. Soms as Free syn eagen even tichthold, like de rôljende riik op it heech opstutsen hier fan in frou. De koplampe

fan de lokomotyf waard dan har noas. De plaat gong yn syn eagen hinne en wer, en wie earst in fleanende trein en dan wer in frou mei opstutsen hier. Everett begûn te snoarkjen as in grou bichje. Sherm snoarke soms ek wat. Free seach de frou mei opstutsen hier faker as de fleanende trein. Hij begûn ferhalen te betinken oer de frou. Doe't er yn 'e sliep foel, feroare se wer yn in trein.

De oare moarns, midden yn de drokte om harsels klear te meitsjen foar de fotograaf, kaam muoike Joan opdaagjen. Ada en Joan sloegen de earms om elkoar hinne. Alfred tute har yn de nekke. Muoike Joan tute iderien.

Everett seach de hele tiid op in nuvere manier nei de holle fan muoike Joan. Direkt dêrnei sakke er op hannen en knibbels en kipe ûnder har jurk.

'Heden noch ta,' rôp se, en loek de jurk stiif om har achterste, 'wat besielet dy jonge fan dij, Ada?' Ada wist it net. Se treau Everett fuort.

Free wist it wol. 'Hij sjocht oft muoike Joan de broek noch oan hat.'

'De broek oan?' rôp Joan. 'Wat bed..., ooo!' Se krige in kleur en like krekt in grutte radys. Omke John moast lûd laitsje. Beppe sloech har skelk foar de eagen. Pake seach allinne mar. Hij sei neat.

Om tsien oere droegen Alfred en omke John pake nei de auto. Se droegen him as wienen se brânwachtlju. Hij woech amper mear as in fasant, sei omke John. Se staptten allegear yn. Iderien moast bij in oar op skoat sitte. Muoike Joan gjalpte it de hele tiid út. Alfred ried nei de fotosaak fan Badger en hij en John droegen pake wer. Se setten him del op in learen bank. Pake hime fan al dy drokte. De kraach fan syn stisele boesgroen hong los om syn hals en syn flinderstrik woe net rjocht sitte. Syn snor wie kjimd krekt as syn hier. Hij hie itselde hier ûnder syn kin oan de hals ta. Badger hie boppe de earmtakken moubannen om syn earms yn pleats fan om syn skonken boppe de knibbels. Hij wiisde elk nei syn plak.

'Wêrom moatte wij dizze foto no nimme?' sei Sherm hieltyd wer. 'Ik leau net dat heit sa siik is.' Free frege him ôf wat it wie dat minsken deagean liet, as je op de foto set waarden.

Badger stiek de holle ûnder in swarte doek. Hij hold in boartersguodfûgel yn de iene hân en in rubberen knypbal yn de oare. 'Sjoch nei it fûgeltsje, minsken. Gean rêstich stean en sitten en sjoch nei it fûgeltsje.' Badger wachte even. 'En do dêr, Sherm. Laitsje, wolste?'

Sherm seach him oan. 'Miskien as jo fûgel fleane kin, dan laitsje ik miskien.'

Free hie der ek in hekel oan as minsken him laitsje litte woenen as er der sels gjin sin oan hie. Hij mocht dat plak net lije.

Lang om let stie de famylje teplak en naam Badger in heel soad foto's. Pake stie oeral op. Hij siet mei de hannen tsjininoar oan, as wie er krekt opholden mei hantsjeklappen.

Doe wie it de beurt fan Free en Everett. 'Ikke?' rôp er. 'En Everett?' 'Jawis. We krije net wer sa'n kâns,' sei Alfred.

Free waard bang. 'Mar ik wol noch net dea.'

Syn mem lake. Se sloech de earms om him hinne en treau him nei foaren. 'Toe no mar. Gean no mar stean dêr't Badger dij ha wol.'

Free aksele tsjin. 'Mar ik wol it net.'

'Free,' blafte Alfred. 'Gean dêr stean, en daalk.'

Ada sei: 'Sjoch, Everett wol wol.'

'Ja,' sei Free, 'dy wit net better.'

Alfred stampte mei de foet: 'No! Hup!'

Free gong nêst Everett stean. Dus dêrom hie mem syn nij blau pakje meinommen en him dat dy moarns oanlutsen. Everett hie syn nij katoenfluwielen pakje mei de parlemoeren knoopkeskuon oan. Free seach lilc.

Alfred stampte wer mei de foet. 'Net dwers wêze no.'

Ada skodholle. 'Free laket grif net. Sjoch syn rare postsegel no ris.'

Badger koe der net langer op wachtsje dat Free laitsje soe, dat hij kniep yn de bal dy't er yn de hân hie. Klik. Hij kaam ûnder syn swarte doek wei. 'No, minsken, dat wie it dan. Ik stjoer jim de proefdrukken sa gau't se klear binne.'

Se rieden allegear yn Alfred syn auto werom nei pake syn hûs. Alfred sette de Overland ûnder pake syn reusachtige waaibeam. De ûnbidige giele blêden foelen as goudjild oeral yn it gers. Pake hold de beide hannen op syn liif doe't Alfred en omke John him nei binnen droegen. Muoike Joan jankte lûd doe't se dat seach. Ada seach dernei en like allinne mar treurich.

Beppe makke gau in soarte fan miel klear, sadat Alfred en Ada en de bern in flaubyt ite koenen foardat se op hûs oan gongen. De froulju dieken de tafel sa fluch, dat Free en Sherm net de kâns krigen om noch wat honkbal te spyljen. Ditkear smakken de bakte jirpels ôfgrysluk fiis. Free treau de fan fet stiif steande jirpels nei de râne fan syn board.

'Mem,' frege er, 'mei ik in stik brune bôle mei bûter en wat sûker derop?'

Alfred seach nei Free syn board. 'Kinst better earst dyn jirpels opite, jonge. Salang't der noch ien hongerige heiden ergens op de wrâld is, sjogge wij net graach dat der iten oerbliuwt op in board.'

'Nee.'

‘Yt dyn jirpels op en dan krijst dyn bôle.’

‘Nee.’ Free fiede dat iderien nei him seach, sels pake. ‘Dêr krij ik miskien ek in tumor fan.’

‘Wat!’

Ada seach Free oan mei ien fan har ‘kinst-dat-mar-better-wol-dwaan’-glimkes. ‘Free, do kinst dat bêst opite. Dat ha wij ek dien.’

‘Nee.’

‘Wat!’ rôp syn heit wer. Free wist dat as se net bij oaren west hienen, syn heit him no al lang in draai om de earen jûn hie.

Beppe wiisde mei de finger nei Free. ‘Wat? Do wolst de jirpels net ite dy’t dyn beppe spesjaal foar dij klearmakke hat?’

‘Nee.’

‘No Free,’ sei Ada, ‘kinst se mar better gau opite, of oars komt pake achter dij oan.’

Free seach nei pake. Dy begûn echt wat lilke te wurden. Hij sloarpe stadich fan syn eigen bûljon.

Syn mem sei: ‘Sjoch Everett ris. Dy hat alles al op. En no mei er syn stikje bôle mei bûter en sûker derop hawwe.’

‘H’nn. Everett dy wit net better.’

Alfred pakte Free bij syn ear beet en begûn deroan te draaien. ‘Haaanh? Silst no dyn jirpels opite of net? Haaanh?’ Om syn ear der net ôfskuorre te litten moast Free fan syn stoel oereingean en syn holle achteroer draaie, sa fier as er mar koe.

Omke John moast laitsje. Hij lake syn heit suver út. ‘Hee, dy lytse omkesizzer fan mij, dêr sit in kop op, dat sis ik dij.’

‘Ja,’ sei Alfred, ‘en hij sil wat fette jirpels yn dy kop stopje moatte, as er wit wat goed foar him is.’

Beppe seach Alfred oan as in brodske hin. ‘Alfred, dat is gemeen, sa oan syn ear te draaien. Ast net oppast, makkest him noch doof.’ Alfred liet los. Se wienen op besite.

Mem besocht it wer mei har spesjaal glimke. ‘Wês in goede jonge en yt dyn jirpels op.’

‘Wat is mij dit hjir!’

Ditkear wie it pake dy’t him mei syn heas lûd warskôge. Hij lei beide hannen op de tafel en gong stadich stean. Hij waard langer en langer. It stean gean moast er fan stinne. Iderien dûkte wat yninoar. Sels syn heit. Pake stoarre Free oan om him lytsman te meitsjen. Free stoarre werom. De klok tikke lûd. De tsjettel op de kachel soarre. Free begûn begrutsjen te krijen mei pake. Pake soe deagean. Dat Free besleat om belies te jaan. Hij seach nei syn board. Hij pjukte ien fan de fan fet stiif steande jirpels oan de foarke. Blblblbl.

‘Sa is ’t goed,’ sei pake, en stadich gong er wer sitten.

Free iet syn jirpels op. Ek de lêste krommels. Se gongen der allegear dwers yn. Hij koe fiele wêr't se sieten en de mage ferstoppen. Sa gau't er syn board leech hie, smaarde syn heit him in stik brune bôle mei bûter en sûker deroer.

Om trije oere sieten se allegear yn de auto, heit en mem foaryn, en Free en Everett en in amerfol ruften achtern.

'It spyt mij dat wy sa betiid fuort moatte,' sei Alfred, 'mar it is noch in heel ein riden en ik ryd leaver net bij tsjuster. En fan de wet meie we yn de stêd ek net hurder ride as acht myl yn de oere.'

'Wat is it hurdste datst oait mei dy auto riden hast?' woe omke John witte.

'Fiifentweintich, in kear.'

'Ja, en dat wie fierstente hurd foar mij,' sei Ada.

Alfred lake. 'Ja, troch de wet en Ada hjirre ride we net echt hurd.' Alfred liet de koppeling los en se rieden achterút bij de grutte waaibeam lâns. Se swaaiden nei pake dy't foar it rût stie te sjen. Beppe wie nei bûten kommen nei de auto en se gûlde noch slimmer as muoike Joan. Sherm seach eigenwiis as koe it him neat skele en swaaide har amper út. Omke John die krekt as soe er op de kop stean gean, en bearde doe dat it him net helendal slagge. Alfred skeakele, en nochris swaaiend rôlen se it paad del.

Se rattelen bij it begraafplak lâns. Ada seach nei alle grêfstiennen dy't yn de lege sinne stienen te glânzgjen. Se skodholle. 'Ik bin bang dat we ús heit net wer sjogge.'

Alfred sei: 'Ja, hij takelt al aardich ôf.'

De rest fan de reis nei hûs sieten Free en Everett bijelkoar dûkt ûnder de buffelplaid op de achterbank. Al gau foelen se yn 'e sliiep. De rufter-amer foel net ien kear om.

Ada * 5

Krekt foar Thanksgiving kaam buorman Stickney del om te sizzen dat se krekt in telefoantsje krigen hienen út de stêd fan beppe. Pake gong no hurd achterút en koe Ada asjeblyft komme? Pake woe syn dochter noch ien lêste kear sjen.

Ada naam de Cannonballtrein fan 4:14 dy middeis. It wie in iensume rit. De wagon stjitte en skokte oan ien tried wei. It brune ferniste interieur roek nei âlde soere sigaren. De ruten sieten ûnder de roet- en jiskestreden. Har heit hie sa'n bytsje genot fan har mem hân. Dy earne sikkeneurige mem. Beseftte se net dat se heit in ier grêf yndreau mei har dwersichheid, troch him sels in lichte bûljon te misgunnen? Krekt as koe mem yn har mûle beslisse wat him smakke.

‘As ik net in kristen wie,’ suchte Ada, ‘dan soe ik har deawinskje.’

Har broer John stie bij it stasjon doe’t se oankaam.

Ada stapte út. ‘Hoe is it mei heit?’

‘Libbet noch mar amper. Hij seit dat er it krekt salang útsjonge wol datsto hjir bist.’

‘Earme heit.’

‘Ja.’

Se rûnen swijend nei hûs ta. Se rûnen deun nêst elkoar.

Op it stuit dat Ada de keuken ynrûn, waard se har wer bewust fan har mem har treurige itensieden. De rook fan har bakte iten wie al genôch om iderien aamboarstich te meitsjen. It wie krekt as hie se, lilke dat se net ergens op de wrâld koaninginne wêze koe, mei har itensieden wraak nommen op har famylje.

‘Wêr is mem?’ frege Ada.

‘Op it húske, tink ik,’ sei John. ‘Dêr sit se heel faak as it har hjir te benaud wurdt.’

Ada sette de hoed ôf en gong fuort nei de grutte sliepkeamer. Har heit wie wekker. Syn holle lei slop op syn kessen. Bij syn adamsappel seach se in regelmjittige stevige hartslach.

‘Heit?’

‘God sij tank,’ flústere er. Syn eagen hechten har oan har. ‘Noch ien lêste kear. De iennige dy’t oait alles begrepen hat wat ik ferneare moatten haw.’

Ada foel op knibbels nêst it bêd. ‘Heit.’ Se seach dat syn ienris sterke lichem no amper mear wie as in jutesek mei bonken.

Syn bonkige hân fûn de boppekant fan har holle. ‘No kin ik yn frede stjerre.’

Ynienen klonk der in lilke en lûd kriezend lûd achter Ada. It wie har mem. ‘Ja. Sjoch him dêr no ris, sjoch him dêr, dêr leit er no, Baron Engleking, de grutte man, de húsketûntsje-leger, dy’t ús no yn ’e steek litte sil troch út te naaien nei de himel. Tinkt er. Ha! God hat dêr miskien oare ideeën oer.’

Ada kaam yn ien beweging oerein. Har hart sloech har fûl achter yn de kiel. ‘Wat in freeslik ding om fan jo stjerrende man te sizzen.’ It kaam Ada foar, al fûn se it aaklik om te tinken, dat har mem jaloers wie dat har man sa fan syn dochter hold. Hoe faak hie har mem yn it ferline net soer kommentaar hân oer hoe’t se rûn, doe’t har heit al fûn dat se rûn as in dame. Heit hie ris sein dat syn dochter de hâlding fan in echte Fryske frou hie.

Har mem makke in nuver lûd, stuitele doe fansiden en sloech mei in aaklige plof oer de flier. John kaam deryn stowen. ‘Yn godsnamme ... o... ik tocht dat heit miskien fan bêd rôle wie.’ Hij suchte ferromme.

Wylst er him foaroerbûgde, rôle er syn mem op de rêch. 'Se is werris in kear flaufallen, sjoch ik.'

Syn heit sei smûgend út syn kessen wei: 'Hâld har hannen iepen. Op dy manier komt se der flugger út.'

'Heit,' sei Ada mei in snik. 'Dat heit noch oan mem har wolwêzen tinke kin.'

'Ik ha altyd in leafhawwende kristlike man wêze wollen,' sei er, 'ek al hat se it soms dreech foar mij makke om dat te wêzen.'

Der siddere wat troch har mem har ûnbidige lichem. Se kaam like hurd wer bij as dat se flaufallen wie. Mei help fan John kaam se wer oerein. Se loek jurk en korset wer teplak. 'Gjinien sil oait witte wat ik ôflije moatten ha troch al dy jierren yn in idioate wyldernis te libjen mei in man sûnder ien reade sint.' Har man sei neat.

Ada tocht bij harsels: 'Heit syn gesicht is sa wyt. Hoe kin in minsk sa meager en giel wurde en toch noch libje?' Se tocht: 'Myn leave heit, wat hâld ik fan jo, wat hâld ik fan jo. Mar toch, it is Gods wil. Ik bin wis dat ús himelske Heit jo bij Him ha wol ta jo rêding, omdat jo foar Him like kostber binne as jo dat foar ús binne.'

Sherm kaam deryn yn syn nachthimd. Syn jongesskonkjes ljochten bleek op. 'Is Free net meikommen?'

Ada hold o sa fan har jongste broerke om de dappere manier dêr't er it kwea op wjerstie. Se sei sachtmoedich: 'Everett moat ek ien hawwe om mei te boartsjen, Sherman.'

'Kin Everett syn earm al wer goed brûke?'

'In bytsje. No't dy brânwûne lytser wurdt, liket syn earm him frijer te bewegen.'

'Goed. Want oars soe der net folle oan wêze om te boartsjen mei in broer mei ien earm.'

Ada seach har heit wer oan. Syn blauwe eagen sûgden har oan har fêst, as woenen se sels har gesicht meinimme nei de himelske gloarje. 'Kin heit iten binnenhâlde, heit?'

John sei: 'Heit kin der net iens oer om it wurd iten te hearren.'

'Wannear hat heit dan foar it lêst wat iten?'

'Hij hat twa dagen lyn noch wat fan myn spesjale sop hân,' sei har mem útdaagjend.

Ada pakte de hân fan har heit beet. Syn knokige fingers wienen kâld, as hie er sûnder wanten oan bûten west. 'Soe heit wat lichte bûljon ha wolle, as ik it foar heit klearmeitsje soe?'

Har mem har boezem weage poerlik op en del. 'Wat is der mis mei as ik wat foar him klearmeitsje?' Har heit sleat de eagen. Syn wynbrauwen stieken omheech as plukjes katoen.

Ada gong oerein. 'No dan, as heit neat ha wol, dan leau ik net dat

we hjir allegear tagelyk yn dizze keamer wêze moatte. It is hjir no al te benaud. Sels ik ha muoite mei sykheljen. Fuort iderien.’ Se swaaide mei de hannen en dreau de oaren foar har út. ‘En, no’t ik hjir bin, gean ik it earste part fan de nacht bij him sitten.’

Har mem gong yn al har weagjende majesteitlikens foar har stean. ‘En wêr stelsto foar dat syn frou dan sliepe moat?’

Ada wie poer. ‘Mem wol toch net sizze dat mem hjir elke nacht bij dizze stjerrende man sliepen hat, mem mei har protteljen en foeterjen de hele tiid?’

‘Ja,’ sei Sherm, ‘hoe sit dat mem?’

‘Wêr oars as nêst myn man, dy’t it measte ferlet fan mij hat yn dizze oere fan syn grutste need?’

Ada skodholle. ‘Mem, mem, jo hienen dat fjildbêd fan boppen helje moatten en dêr op sliepe moatten yn de wenkeamer. En net dizze earme man lestich falle moatten mei al jo ... jo op en fan bêd gean.’

‘Ja,’ sei John, ‘dat sis ik ek. Om krekt te wêzen, ik helje dat bêd no fuort op.’ John gong daalk de trep op en brocht met help fan Sherman it bêd nei ûnderen. Lang om let kaam it hûs ta rêst. Har mem joech har protteljend op it fjildbêd del, krekt nêst de doar. John en Sherm gongen yn har eigen keamer op bêd en lieten de doar iepenstean, dat Ada har fluch roppe koe as it moast. Ada draaide de nachtlampe del. Se siet tsjinoer har heit. Bûten gong de wyn yn de beammen tekear. Har heit slomme yn. It wie gjin echte sliep. Hij wie foar it grutste part net mear as in hart dat sloech en in pear longen dy’t lucht sûgden.

Nei in skoftke waard Ada har each troffen troch in swart-omrâne print oan de muorre boppe har heit syn bêd. It ferbylde de ferfolging fan de kristenen yn it âlde Romeinse Kolosseum. Se wist noch dat it ien fan heit syn leafste printen wie. It hjitte fan It Lêste Gebed en der stienen sa’n hûndert knibbeljende martelers op dy’t op it punt stienen om opfretten te wurden troch úthongere liuwen. Ien kristen stie oan de râne fan dy bijinoar dûkte groep, mei it antlit nei de himel te bidden, wylst tûzenen taskôgers op de tribunes him útlaken en bespotten. Ada tocht dat se wol wist wêrom’t heit sa fan dy print hold.

Hij waard om middernacht wekker. Syn lange grize eachteisters gongen ûnder skerpe wite wynbrauwen wiid iepen. Syn eagen loeken stadich gear ta lytse donkerblauwe puntsjes. Tsjongejonge,’ flûstere er, ferbaasd, ‘ik bin der noch, sjoch ik.’

Ada seach him oan mei de glim fan in ingel.

‘Sokke frjemde dromen dat ik hie,’ flûstere hij. ‘Gedachten. Ik droomde oer dy âlde waaibeam dy’t ik dizze winter omkappe soe. Foar branhout. Mar no kin ik dat fansels net. En doe droomde ik oer in woeste tocht mei de boat oer de Dollart. Mei ús heit en mem. En myn

two broers en in suster. O, it stoarme heislik. Weagens, o jonge! Mei soldaten dy't ús yn in oare boat achternei sieten en raasden en op ús skeaten. Dy dromen wienen krekt in echte smaak yn de mûle.'

'Ja, heit.'

'It wie allegear sa echt.'

'Ssst no mar, heit. Sliep no mar.' Om ien oere naam John de wacht oer. Har heit libbe de oare moarns noch, doe't Ada wekker waard. Nettsjinsteande dat har mem swart seach, makke Ada wat fleisbûljon en naam dat mei nei har heit. Bij de rook fan it dampende sop seach har heit har o sa tankber oan. Syn smelle noasters trillen wat. It giel op syn wangen krige wat reads oer har. It slagge him sels om in pear sintimeter omheech te wrotten op syn kessen. Mar doe't se de sulveren leppel bij syn lippen hold, lykas bij in baby, loek er syn holle achterút.

'Net mei in leppel,' flústere er. 'Ik kin de oanrekking fan sulver op myn lippen net mear ferneare.'

'Heit bedoelt op heit syn toskten, toch?'

'Nee, dochter, myn lippen. Alles wat fan metaal is, jout myn lippen it gefoel fan in iepen senuw.' Syn sykheljen stûke hast. 'De pine fan dat ding yn myn mage komt helendal oan myn lippen ta.'

'Mar hoe krij ik it heit dan ta?'

Syn eagen foelen ticht. It wie as hie it heakje fan in blyn even loslitten. De barsten lippen ûnder syn brune snor mimeren bij harsels. Doe sloech er de eagen op. 'Mei in fear.'

'In fear?'

'Helje in guozzefear. Ik soe heel graach bûljon op myn lippen ha wolle mei in guozzefear.'

Syn frou stie bij de doar te harkjen. 'En wêr tinkt de baron fan Engleking dat er sa'n lúkse-artikel fine kin?'

'Der stiet in ekstra sek mei guozzefearren op de flierring,' sei er. 'Foar tiik. Helje dêr ien fan.'

Syn frou sette de earms op de heupen. 'Dat binne hinnefearren. Ik ha alle guozzefearren opbrûkt.'

'Helje dan mar in hinnefear,' flústere er, berêstend. Ada wist noch wêr't har mem de sek bewarre. Se keas ien fan de gruttere hinnefearren út, dy't se yn waarm wetter ôfspjelde. Doe gong se wer bij har heit sitten en pakte de kom mei bûljon.

Se skepte mei de fear in drip op fan de donkere bûljon, stiek dy handich ûnder syn brune snor en makke de lippen dêrmei wiet. Har heit syn giel útsleine tonge kaam nei bûten en slikke him op.

'Aaahh.'

Stadich, geduldich, tsjinne Ada him mei de fear drip nei drip ta.

Der kaam in gelûd fan bûten fan saagjen. Har heit hearde dat. ‘Is dat John dy’t de waaibeam omsaget?’

Ada seach even. ‘Ja. En Sherman helpt him dêrbij.’

Der klonk in sucht út har heit syn meager lichem. ‘John en ik soenen dat tegearre dwaan.’

‘Ja heit.’ Hij naam noch in pear fearren sop ta him.

Letter murk Ada tsjin har mem op: ‘Ik fyn it sa nuver dat dominy Carpenter heit yn syn lêste need noch net besocht hat.’

‘O, dominy Carpenter hat hjir wol west,’ sei har mem, ‘mar hij komt hjir net graach, bin ik bang.’

‘Wêrom dan?’

‘Ik tink, omdat er in bytsje bang is fan dy man fan mij. Omdat dy man fan mij tsjin him net kleie wol oer syn lot yn it libben. Syn pine. Sa’t Job syn maten ek bang fan him wienen.’

‘O, mem, dat fyn ik moeilik om te leauwen.’

‘Nee, Ada, ik tink dat dominy bang is fan heit syn wylskracht.’ Se sei dat mei in sekere grutskens. Ada skodholle. Har mem wie toch wol in nuver fet fol tsjinstridichheden. Har mem ferfette: ‘Dat it net fan dizze ierde is.’

‘No, en der is noch wat oars,’ sei Ada. ‘Ik kin mij yn de goedichheid mar net begripe wêrom’t de dokter him net opereard hat.’

‘It wie al te let, doe’t de dokter besleat dat it kanker wie.’

‘Se ha mem wol in kear opereard foar de galstiennen.’

‘Ja, en sûnder eter ek noch. Dat wie der doe noch net.’ Se begûn wer opnij oer de âlde pine te gûlen. ‘Wat ik doe net ôflijd ha, oeoeeo.’ Ada hie spyt dat se it neamd hie.

‘Ja, ja,’ klage har mem. ‘Mar gjinien wol dêroan tinke.’ Ada gong oerein en troaike har mem sacht de sliepkeamer út.

Har heit slomme. Nei in skoftke kaam der wer kleur op syn wangen. Tsjin de middei kamen John en Sherm mei reade wangen yn ’e hûs, hongerich as wolven. Se kipen even om it hoekje om te sjen hoe’t it mei har heit wie.

John sei: ‘Hee, heit, jo sjogge der better út.’

‘Dat fyn ik ek,’ sei Ada.

Syn brune snor beweegde: ‘Hoe giet it mei de beam?’

‘Hast klear om te fallen, heit. Ik ha de falkerf no hast presys sa klear dat er oer it paad nêst de skuorre falt.’

‘Ynoarder, jonge.’

‘Dat, as heit ergens fan ’e middei in geweldige klap heart dat it hûs skoddet, dan wit heit wat dat is.’

Der krolle in boartlik glimke om de úteinen fan Sherm syn lippen.

‘En as heit ien razen heart, dan is it dat âldminske fan Kolder dat derûnder sit op har húske.’

De roazige enerzjy fan syn soannen ferkwikte har heit. Syn eagen fleuren op. ‘It spyt mij dat ik jim net echt helpe kin, jonges.’

‘O, dat hindert neat, hear,’ sei John. ‘We ha gelok dat it fakânsjetiid is, en dat Sherm mij sadwaande helpe kin.’

Doe’t de jonges sa praten, skeat it troch Ada hinne dat as de âlde waaibeam einliks foel, har heit syn hart ek stopje soe.

Wylst de jonges in stevich middeismiel ieten, fuorre Ada har heit mei de hinnefear noch wat fleisbûljon. Nei de tiid lies John in haadstik út de Bibel, it earste haadstik fan de Iepenbieringen, en spriek doe in koart tankgebed út. Har heit folge de godstsjinstoefening fan de famylje út de sliepkeamer wei, mei de doar iepen.

It wie presys trije oere, doe’t der earst in geweldig rûzjend gelûd wie, en dêrnei sloech de grutte waaibeam mei in ferpletterjende klap tsjin de ierde, folge troch kreakjende gelûdsjes, doe’t witwêrsanne tûkjes hinnefleagen. Ada ferwissige har der earst fan dat har heit syn hart net stoppe wie, en gong doe te sjen. Ut it keukensrút wei koe se sjen dat de waaibeam oer it paad lei en presys nei it suden. Hij hie krekt de skuorre mist oan de iene kant en it húske fan frou Kolder oan de oare. De fallen beam lei alheel útspraat as ien of oare ramp yn in nachtmerje.

‘No,’ tocht se bij harsels, ‘dat foargefoel wie teminsten mis.’

Nei iten wie John helendal op ’t skik. De waaibeam wie presys dêr fallen dêr’t er it bedoeld hie. ‘Op de sintimeter ôf,’ fertelde er syn heit.

Dy glimke. ‘Ja, John, dat hie ’k wol fan dij ferwachte.’

De oare deis seach hij der safolle better út, dat besletten waard dat Ada wol wer in skoftke nei hûs ta koe. Der wie thús ek ferlet fan har.

Ada hie de hele winter begrutsjen mei har heit. Der kamen sniestoarmen. Soms wienen sij en Alfred dagenlang ôfsnijd fan nijs. Se siet der oer yn dat har heit bij ien fan dy stoarmen, dêr’t er sa foar freesde, stjerre koe. Se soe amper nei syn begraffenis gean kinne as se troch de snie ynsletten wienen. Twa kear koe se yn in slide fan in buorman meiliftsje nei Bonnie en dan belle se dominy Carpenter om him te freegjen om John bij de telefoan te heljen. Har heit woe sa’n ding as in telefoan net yn ’e hûs hawwe. John sei dat it mei heit net minder wurden wie. Dat er it net opjoech, en dat de dokter it him net begripe koe hoe’t er sa lang yn libben bliuwe koe, wylst er sa’n bytsje binnenkrige.

‘Dominy Carpenter komt no ek geregeld bij him lâns,’ sei John.

‘Dat is moai.’

‘Dominy seit dat it ien fan God Syn wûnders is. Dat hij no wit dat hij dêr tsjûge fan wêze moat.’

Op de njoggende maart, om tolve oere, kaam it berjocht. Stickney kaam mei de auto lâns. Syn boadskip wie: 'Jim heit hat noch mar in pear oeren te libjen.'

Ada naam de trein fan 4:14. Mar it wie te let. Heit wie stoarn wylst sij yn Maurice oerstapte. Se moast de hannen foar it boarst slaan doe't John it har fertelde. Se stie yn har mem har keuken, en wie der even wis fan dat se sels dea delfalle soe en har bij har heit foegje soe op syn lange flecht nei de himel, nei it ivich heil. John moast sels ek syn gesicht yn in stiif fjouwerkant hâlde om himsels te behearskjen.

'Ada, hij hat oan 'e ein ta resolút wegere om morfine te brûken. Woe gewoan dy pynstiller net brûke. Hij sei dat God woe dat er dy op in natuerlike wize fernerde, dat er de lêst dy't God him oplei net wegerje koe. Feit is, Ada, dat ik tink dat de pine oan 'e ein sa grut wie, dat dy syn senuwen opbrând hie en dat er neat mear fiede.'

Ynienen oppenearre Sherm him. Hij wie stilwei bij har kommen wylst sij flústerjend stienen te praten. Syn lippen stienen strak yn it wite ferwongen jongesgesicht. 'Ja, we floepe út de frouljusbúk wei, we ite, we skite, skite soms ôf, we kappe in beam om, we floepe wer de búk yn.'

Ada wie ûntsteld. 'Sherman! Dat is godslastering. God sil dij deadzje datst sokke dingen seist.'

Free * 6

Har heit helle har om seis oere de moarns fan bêd, brea-iet mei har, stiek de karbydlampen fan de Overland oan, en mei eagen dy't yn it tsjuster as in ekstra stel karbydlampen oplôgen, ried er as de wyn helendal nei beppe ta, om mar op 'e tiid foar de begraffenis te wêzen. Free en Everett sieten foaryn.

Doe't se it paad oprieden, foel it Free op dat de moarnsloft om pake syn hûs hinne der nuver útseach. It wie krekt as wie de boppeste helte fan in aai der ôfslein. De ûnbidige waaibeam wie fuort. Pake en de beam wienen beide oan kankerrot stoarn. Alfred draaide nêst pake syn skuorre it hiem op en doe wist Free wat omke John mei de waaibeam dien hie. Der lei in bulte hout nêst de skuorre, wol sa heech as in heuvel. Doe't Free seach nei it plak dêr't dy beam stien hie, seach er de platte boppekant fan in stomp dy't breder wie as syn mem har iterstafel. Alfred sette de motor út. Hij seach op syn horloazje. Krekt doe't er dat die, sloech de grutte klok fan it gerjochtsgebou njoggen oere. Hij knikte. 'Presys op 'e tiid.' Hij stoppe it horloazje yn de bûse. 'Kom jonges, útstappe.'

Beppe siet bij it rût dêr't pake hearde te sitten. Doe't se har seach, begûn se te gûlen. Har mem die de doar foar har iepen. Se tilde Free op en sloech de earms stiif om him hinne en tute him. Se gûlde net. Dêrnei tilde se Everett op. 'Hee, Everett, do bist droech. Wat in bêste jonge bisto wurden.'

Alfred sei: 'Ja, ik ha him de wet steld. Ik sei tsjin him dat ik it te drok hie om him de hele tiid te ferskjinjen. Dat er dan mar yn syn wiete broek omrinne moast, as er dat yn 't sin hie.'

Beppe gong oerein út pake syn stoel. Se slokte in pear kear tusken it gûlen troch. Se wie wer lilck op Alfred dat er sa hurd tsjin har beppesizzers wie. Omke John en omke Sherm wienen kreas ferklaaid yn har sneinske klean. Har wynbrauwen liken noch witer as oars. Se sieten op har stoel en seinen gjin wurd. Omke John hie in grutte reade bulte achter op de nekke, krekt boppe de kraach. Doe't Free frege wat dat wie, sei er dat it in opdroege stienpûst wie. Der sieten oeral gatsjes yn dêr't de otter der útrûn wie. Muoike Joan wie drok dwaande de kachel te swartsjen. Se liet de hele tiid triennen drippe op de noch gleone kachelslidden en dy droegen dan op yn wolkjes stoom. De triennen makken plakjes op de kachel en dan moast se dy opnij swartsje.

'Kom,' sei Ada, 'we hawwe him opbierd yn de moaie keamer.' Se pakte Free bij de hân beet. Alfred naam Everett mei. Beppe kaam der achter oan.

Der stie in lange swartsulveren doaze yn de moaie keamer. It lid stie iepen. It lid wie tsjok troch in kessen fan sulverkleurige side. Free moast op pake syn krukje stean om deryn sjen te kinnen. Syn heit naam Everett op syn heup. Pake lei yn in djippe sliep op noch mear kessens fan sulverkleurige side. 'Sjoch mar even goed, Free,' sei syn mem sacht. 'Want as de begraffenisûndernimmer komt, krijst net de kâns om him nochris te sjen.'

Pake hie de hannen gear. Syn fingers wienen sa tin, it like krekt as hienen se de hele nacht yn wetter lein. Pake hie syn pak fan serzje oan en it flinderstrikje om, krekt as dy kear doe't se de foto nommen hienen. Syn hals wie noch smeller. Syn snor wie no kreas knipt. Syn eachlidden liken as wienen se oanelkoar plakt mei besleek fan moal. Syn wynbrauwen liken op wyt katoen. Syn wangen wienen wat read kleure, op de manier dêr't pake fan sei dat froulju dat net dwaan mochten. Pake beweegde helendal net.

Beppe koe der net oer dat se nei pake seagen. 'Ja ja, beppesizzers, dêr leit er no, it stoflik omskot fan jim edele pake, wylst syn ûnstjerlike siele nei de himel flein is, dêr't er foar ivich yn sillichheid bij syn Makker wennet.'

Alfred hie de eagen healticht. ‘Ja, it wie in grut man. Ik sil him misse. As ien om bij op te sjen.’

Beppe rôp: ‘O, gjinien sil oait it libben begripe dat ik mei dy man hân haw. Sa djipsinnich, dominy koe him de preken wol skriuwe litte. Och och, te tinken dat er no foar ivich fuort is.’ Se kaam mei in skokje wer ta harsels. ‘Mar al syn lijen is no oer. Tsjin dizze tiid sjongt er al psalmen yn de himel mei de oare ingels fan God.’ Free seach dat beppe ien fan dy beppes wie dy’t rúzje makken as je libben, en om jo gûlden as je dea wienen. Mar beppe wie heel goed foar lytse bern.

Everett frege: ‘As pake klear is mei it sjongen fan syn psalmen yn de himel, krijt er dan ek iis fan God?’

Beppe foel hast flau. ‘Wat in nuvere fraach.’ Syn heit en mem seagen elkoar oan en laken wat. Al gau kamen der mear minsken. Free en Everett sieten bij har heit en mem achter yn beppe har sliepkeamer, dêr’t se neat sjen koenen. Der wienen safolle minsken dat in protte bûten op it beferzen hiem stean moasten.

Free koe de dominy mar amper hearre. Dominy Carpenter sei dat pake syn libben in iepen boek wie fan in kristlik foarbyld. In boek dat elkenien lêze koe. Al gau lies er in stik út de Bibel. Job klage ek net, sels net doe’t syn freonen seinen dat er dat dwaan moast. Dêrnei bidde dominy pake de himel yn.

De folwoeksenen droegen pake yn syn deakiste nei tsjerke. Dêr sei dominy itselde noch in kear tsjin deselde minsken, allinne it koste him heel wat mear tiid. De tsjerke wie grôtfol. Doe makken de grutte minsken de kiste ticht en droegen pake nei it tsjerkhôf. Se setten de kiste op in pear riemen boppe in djip grêf. It grêf wie breed genôch foar in húske mei fjouwer brillen. Dêr sei dominy noch wat en hij bidde even, mar in pear wurden ta ôfskie. Fjouwer mannen draaiden oan lytse krukjes en de kiste mei pake deryn sakke it grêf yn. Dominy pakte in hânfol modder en goaide dat op de kiste. Doe naam har heit iderien mei werom nei de Overland.

Der kamen wer in heel soad minsken lâns yn beppe har hûs en dy krigen kofje en cake en fierden feest. Beppe wie oerstjoer. Soms lake se en soms moast se gûle. Troch guon minsken liet se har tútsje.

Heit en mem, omke John en muoike Joan seinen net folle. Sherm siet bij dat alles lilik achter de kachel. Free pakte út himsels in twadde stikje fan de donkere cake. Gjinien seach dêrop ta, dat hij koe dat dwaan. Cake wie it iennige dat beppe makke dat lekker smakke. Se wist hoe’t dat moast. Se stoppe der in soad rezinen en prommen yn en brune sûker en wat glêd spul dat de kleur hie fan donker bakswetter dêr’t je krekt trochhinne sjen koenen.

Everett slynde de hele tiid fingers bûter, dy’t er dan op in hoekje

fan syn stikje cake smarde, en dan biet er it hoekje derôf. Free besleat lang om let om ek wat bûter te prebearjen. Dat smakke lekker. Free en Everett ieten cake oant har mage suver barste. Om fjouwer oere moast har mem op it lêst ôfskie nimme. Beppe joech har mem in pakje om mei nei hûs te nimmen. Har heit fûstke mei iderien. Free en Everett moasten beppe fjouwer kear in tút jaan. Se klommen mei har allen yn de auto en omke John draaide oan de slinger en doe ried har heit achterút it paad op en rieden se fuort.

Doe't se thús wienen, makke Ada it pakje iepen dat beppe har jûn hie. Der sieten twa dingen yn: de plaat mei liuwen dy't klear stienen om kristenen op te fretten en pake syn sulveren takaksdoaze. Ada pakte direkt in hammer en spiker en hong de plaat mei de liuwen en de kristenen boppe har eigen bêd. De tabaksdoaze wie foar heit. Dy pakte in skoftke mei dy sulveren doaze om. Hij roek der in pear kear oan. Fan binnen wie er helendal fan goud.

'Witst wat, Ada,' sei er. 'Dy tabaksdoaze is te goed om op it hiem mei om te sjouwen. As ik foaroer bûch kin ik him maklik weibringe. Ik brûk him allinne nei tsjerke ta.'

Har mem fûn dat moai. Se joech heit in tút op de noas.

Free ❁ 7

Yn augustus kaam muoike Karen op besite. Se soe ûnderwizeres wurde oan de skoalle op de hoeke. Se kaam yntiids om de skoalle op te rêden foardat de learlingen wer kamen. Letter soe se bij de buorlju yn de kost. Ada fielde har doe net al te goed, en om Free út 'e hûs te krijen naam muoike Karen him mei nei de grutte waaibeam op de noardwestlike hoeke fan de beammantel. Under de hege griene blêden wie it koel.

Muoike Karen fûn bij it stek in moai plakje koart gers. Krekt sa't Swalker soms die, draaide se twa kear yn de rûnte foardat se har deljoech. Se helle har kantwurk foar de dei en begûn ûnderlizzerkes te meitsjen. Free rûn in stikmannich kear om de waaibeam hinne en meat him mei de earms. Hij wie net earlik sa grut as pake syn reusachtige beam. Hij ûndersocht him oan de noardkant om te sjen oft er ek de kankerrot hie. Hij pjukte sels mei in stikje rustich stikeltrie tusken de barsten yn de rûge bast. Mar safier't er sjen koe, wie de waaibeam ynoarder. Moai.

Free ûntdiek in pear reade pishimmels dy't bij de waaibeamstam oprûnen. Hij woe witte wêr't se hinne rûnen. Se ferdwûnen heech tusken de griene blêden út it sicht. Hij frege him ôf wat se dêr sochten. Al gau seach er in pear fan de reade pishimmels wer nei ûnderen ta kommen. Se

sjouden allegear wat dat op in dripkte wite sjerp like. Hij frege him ôf oft it swiet wie. Mar hij doarst de reade pishimmels net te bestellen, omdat se bite koenen. Free folge de pishimmels mei de wite dripktes it gers yn. Se draafden oer in soarte fan dyk. De dyk rûn troch wat heech gers en doe oer in keal modderplak en dêrnei oer wat tûkjes en op it lêst, bij de stekpeal, presys achter muoike Karen har achterwurk, wie in bultsjie omheech groeven grûn, fol mei gatsjes. De reade pishimmels gongen dy gatsjes yn en út. Guon fan de pishimmels yn de bulte kamen nei bûten om de oare pishimmels te helpen om dy dripktes wite sjerp te sjouwen.

‘Wat dochsto dêr?’

Free wie muoike Karen folslein fergetten. Se seach nei him oer har kantwurkje hinne.

‘Neat.’

‘Sa op hannen en fuotten om te krûpen. Gjin wûnder dat dyn oeral altyd op de knibbels fersliten is.’ Se hold de holle wat skean sadat har reade hier wat delhong. Har eagen wienen as grien glês en knypeagen in pear kear. ‘Wat sietsto dêr yn dat gers achternei?’

‘Gewoan, reade pishimmels.’

Muoike Karen begûn him leaf oan te laitsjen. ‘Wat dienen se?’

‘Se kamen de beam út mei dripktes wite sjerp.’

‘Beamsop. Boppe út de beam weihelle. Iten foar de kommende winter.’

‘Bedoelt muoike dat se dat helendal út it tinne puntsje fan de beam weihelje?’ Hij hong achteroer yn it gers en stoarre omheech nei de beamtop. ‘Sa heech?’

‘Ja, Free. De pishimmel is in wiis skepsel. Hij is sa ferstandich om syn iten te garjen as it waar noch waarm is. Want as it kâld is, kin er net yn de snie rinne. Yn de winter wennet er djip yn syn hûs dêr ûnder dy bulte, dêr’t it waarm is, en dan libbet er fan it iten dat er opslein hat yn syn ûndergrûnse foarriedkasten.’

Free stoarre in skoftke nei de pishimmelbult. Dat wie it dus. Se libben krekt as minsken. Noch altyd glimkjend begûn muoike Karen wer mei har kantknoopjen. Free lei op syn rêch bij de beam op te sjen. Hij lei mei de holle op syn yninoar sleine hannen, mei de skonken bij de knibbel oerinoar slein. De beamtop soeide yn it sigentsje hinne en wer. De blêden kletteren tsjininoar oan as in heel protte learen wantsjes. De heechste blêden wienen sa heech, se wienen suver blau. ‘Muoike Karen, as ik nei it boppeste puntsje klom fan de waaibeam, lykas Jappy die mei de beantsjestok, soe ik dan it lân fan de ingels sjen kinne?’

Muoike Karen sykhelle wat nuver. ‘Hee, hoe komst dêr no wer bij?’

‘No, mem seit dat pake no yn de himel is bij de ingels, en ik woe graach sjen wat er dêr docht.’

Muoike Karen sei in skoftlang neat. Se siet dêr allinne mar yn it gers

te kantknoopjen. Free droomde dat er dêr maklik hinne fleane koe. Der moast in manier wêze om dat te dwaan, sa't er soms yn syn dromen omfleach. 'Wat in nuvere jonge bisto toch.'

Free sloech syn skonken de oare kant om oerinoar.

'Wat moat der fan dij wurde, Free?'

'Wit ik net.'

'Boer, krekt as jim heit? Underwizer, lykas ik?'

'Heit seit, hij wol de bêste wêze.'

Muoike Karen kantknope wer even. 'No, iksels soe graach in heel goede dichteres wêze wolle. Net allinne mar in rymker fan moaie wurden.' Se hie in grien boekje folskreaun mei gedichten. Free hie har op in jûn in pear foarlêzen heard oan syn heit en mem. Syn mem fûn dy griene gedichten aardich. Syn heit hie der net folle oer te sizzen, behalve dat er ienkear, doe't muoike Karen yn ien fan har gedichten oer pake Alfredson lies, de piip út de mûle nommen hie en 'Pah!' sein hie. Muoike Karen kantknope fierder. Se sloech nei in mich. 'Ja, lykas Elizabeth Barrett.'

'Wat is it bêste om te wêzen?'

'No, in dichter fansels.'

'Better as generaal?'

'Ja. Nobeler sels as presidint te wêzen.'

'Dan wol ik dat wurde. Dichter. Omdat ik wêze wol as ús heit. De bêste.'

Dy winter krigen Free en Everett mei krysttiid in boartersguodtreintsje, in swarte lokomotyf en in tender, fjouwer griene passazjiersrydtugen, mei rails, in grien stasjon, en in brune nôttransporteur. Je moasten de lokomotyf as in klok opwine en dan ried er út himsels justjes fjouwer kear in rûntsje oer de rails. Har heit hie dat as ferrassing kocht. It wie in echte trein, net samar ien fan blokjes.

Alfred treintsjeboarte sa faak mei syn jonges, dat Ada laitsje moast. 'Ik tink datsto dat likefolle foar dijsels kocht hast as foar har,' sei se.

Free ❀ 8

De winter dêrnei sei lânhearre Alvord tsjin Alfred dat syn dochter trouwe soe en de pleats hawwe woe. Dat Alfred moast wer in nij plak sykje om te hieren.

Uteinlik fûn er in pleats yn deselde buert as dêr't hij earst mei Ada wenne hie. It wie skean tsjinoer de famylje Windmiller. De lju neamden it de Bowmanpleats en Alfred sei dat de gebouwen goed en de stekken

stevich wienen. It hûs seach der netsjes út, sei Alfred. Mar omdat Ada it toch opnij behingje woe, hie er dêr net al te krekt nei sjoen. Ada wie nochal wurch omdat se in swier liif hie. Se woe wol dat se net wer ferhúzje hoegde. Se hie krekt it hûs fan Alvord sa ynrjochte sa't se it ha woe, en no wie samar ynienen al har wurk om 'e nocht. Mar it wie Gods wil.

Omke John troude yn dy snuorje mei muoike Matilda. Se koenen oant mids maart net nei har eigen nije plak ferhúzje, dat se holpen Alfred en Ada bij it ferhúzjen. Muoike Matilda wie de suster fan Lew Westraw, dy't foar Alfred stûksetten hie. Se makke minder grappen as har broer, mar se mocht heel graach laitsje. Se bearde earst altyd dat se lilke wie en joech dat dan op en moast dan o sa laitsje.

Alfred en omke John ferhuzen earst de masines en it spul op it hiem, alles op ien dei. De oare deis ferhuzen se it hûsrie en de bern. Bij de lêste lading ried Alfred mei de Overland oer de beferzen, djip útriden diken.

Dat wie ek mar krekt op 'e tiid. Dat wykein kaam der út it noardwesten in sniestoarm oangieren dy't yn twa dagen de hele wrâld feroare. Wylst de stoarm oanhold, wie it iennige dat Alfred en omke John dwaan koenen de kij melke, en bij de kachel sitte te wachtsjen. Se sieten allegear yn de keuken, omdat Alfred besletten hie dat it gjin sin mear hie om dat jier noch de koalekachel te ynstallearen.

Soms moast omke John even mei muoike Matilda allinne wêze. Dan naam er har mei nei de kâlde wenkeamer, dêr't it meubilêr wyld trochinoar hinne stie. Dat hindere neat, want syn heit moast soms yn de sliepkeamer ek even allinne wêze mei syn mem. Mar wêr't Free net fan hold, wie hoe't muoike Matilda it dêr útgjalpte. Dan rôp se: 'Hâld dêrmei op, John!' Dan wie Free lilke op omke John. Hij krige begrutsjen mei muoike Matilda en hij woe har dan helpe. Hij prebearre dan yn de wenkeamer te kommen. Mar omke John wie him te snode ôf. Dy barrikadearde de doar troch oan de oare kant ûnder de knop fan de doar in stoel te setten. As omke John hearde hoe't Free oan de doarknop rattele en mei syn heup tsjin de doar oanstjitte, pleage er muoike Matilda noch mear en dan raasde se alles bijelkoar.

Free sloech noch hurder op de doar. 'Bliuw fan muoike Matilda ôf dêr, of ik sil omke wol krije, heart omke wol?'

Syn heit, dy't yn de leunstoel bij it kachelreservoir siet, moast laitsje. 'Sjoch dy jonge ris. Op syn leeftyd docht er al as wie er de baas fan de fokhynsten.'

Ada sei: 'Toe Alfred, ik hâld net fan sok praat yn myn hûs.'

Ynienen stjitte omke John de doar iepen en bûgde him lilke nei Free ta. 'Wolsto wolris even ophâlde op de doar te stompen en ús wekker te hâlden?'

Free doek fuort.

Omke John moast laitsje. ‘Man, man, wat bisto in nuvere omkesizzer.’ Doe pakte hij Free op en sloech de earms om him hinne. Free fûn it net aardich dat se de gek mei him hienen. Hij wrotte him los. Muoike Matilda kaam ek yn de doar. Se lake mei in reade kleur. Doe’t omke John fernaam dat Free net beetpakt wurde woe, begûn er muoike Matilda yn har achterste te knipen. ‘Ha ha? Wat fynst hjir no fan, frou?’ De hele tiid hold er mei ien each Free yn it fizier. Free joech omke John in fûle stomp yn syn búk.

‘Hee, jonkje, wêrom mij altijd te stompen as ik myn frou pleagje? Wêrom jim heit net slaan. Dy mei jim mem soms ek graach pleagje.’

‘Omdat heit mem net yn har achterst knypt sa’t omke docht. It iennige dat er docht is har soms te tútsjen.’

‘Har no en dan even tútsje? Hee, dat is noch slimmer. Dat is ien fan de slimste sûnden, neffens ús tsjerke.’

Free mocht der net oer dat omke John dominyspraat tsjin him brûkte. Doe krige muoike Matilda begrutsjen mei Free en se sloech ek de earms om him hinne. Dat mocht fan Free. Se rûkte nei nij gist.

De sniestoarm hold mar net op. Al gau begûnen de folwoeksenen spultsjes mei de bern te dwaan. De stoarm wie as ien lange picknick. Alfred boarte earst kanûnskûgel mei Free. Hij gong op it lappekleedsje bij de kachel lizzen en loek syn knibbels oan syn boarst ta werom en hold syn hannen iepen bij syn skouders. Hij sei tsjin Free dat er syn fuotten op syn iepen hannen sette moast en mei syn búk op de soallen fan syn skuon lizzen gean moast.

‘Klear?’

Free koe it laitsjen net litte. ‘Klear.’

Omke John gong in eintsje fierder gau oer de flier sitten. ‘Fjoer!’ Alfred joech Free mei beide fuotten en hannen in geweldige traap omheech. Free sylde de keuken troch. Heech. Hij gierde it út. Syn mem en muoike Matilda rôpen tagelyk: ‘Hearken noch ta.’ Doe kaam er del en heinde omke John him op bij it boarst.

‘Noch in kear, heit,’ rôp Free, en him losmeitsjend út de earms fan omke John draafde er werom nei Alfred.

‘Goed, jonkje. Klim mar wer op it kanûn.’

Laitsjend, hast flaufallend fan klearbare wille, sette Free syn fuotten wer op syn heit syn grutte hannen en gong er wer op syn búk lizzen op de soallen fan syn heit syn skuon.

‘Klear?’

‘Fjoer!’ sei omke John.

Lûd stinnend skeat Alfred Free de loft yn. De twadde kear rekke er de solder hast. En doe’t er delkaam, heinde omke John him wer op bij it boarst. Wat in wille.

Everett draafde nei Alfred ta. ‘Ik ek, heit. Mei it, heit?’

‘Jawis wol, jonge.’

‘Heardest dat?’ sei Ada. ‘Hoe dúdlik as Everett dat frege?’

‘Jawis wol,’ sei Alfred. ‘As er oerstjoer wurdt, dan liket er der mear bij te wêzen.’ Hij skeat Everett ek de loft yn. Mar net sa heech, lykwols. Everett lake ek net sa oerdwealsk as Free. Al gau krigen Alfred en omke John har nocht fan it kanûntsjeboartsjen. Se moasten derfan pûste.

Free sei: ‘Wit heit net in wat makliker spultsje?’

‘Jonge, asto ienkear begjinst, dan kinsto noait mear ophâlde, hè?’

Omke John sei: ‘Free, hasto oait de poppen fan Ingelân dûnsjen sjoen?’

‘Nee.’ Free begûn al te laitsjen om wat der no komme soe.

‘Ada, hast in âld ûnderbroek dy’t ik brûke kin?’ frege John oan Ada. ‘Yn ien fan dyn fodkuorren?’

Muoike Matilda wist net seker oft se dat spultsje wol lije mocht. ‘Do silst no hoopje ik net beare datst in frou bist, doch?’

Free sei: ‘Ik wit wol wêr’t de fodkoer is.’ Hij draafde om him op te heljen. Omke John lege de koer op de keukensflier.

Ada pipe doe’t se al it spul der útkommen seach. ‘O nee.’

Omke John socht yn de tizeboel oant er fûn wat er socht. Om syn linkerfoet die er in skuord holdoekje foar bij it ôfstoffen, om it ankel in stikken sjaaltsje, en in skuord korset om syn kût en bil. Syn rjochterfoet loek er in heal útraffele breiden mûtse omhinne, noch in raffelige sjaal om it ankel en dêrûnder in fersliten duffeltsje, dat Free oait droegen hie.

‘No goed sjen,’ sei er. Hij gong oer de flier lizzen en stiek de fuotten rjocht de loft yn. Syn twa skonken liken krekt in stel bidlers, in swalker dy’t in kuierke mei syn frou meitsje soe. Hij beweegde mei de knibbels wat hinne en wer, en wibele mei de fuotten en liet syn teannen wat op en del gean.

‘Hearken, frou,’ sei Alfred. ‘Weagje it net om har in pear sinten te jaan.’ Ada lake. Foar dy iene kear geniete se fan Alfred syn pleagerige opmerking dat se te goederjousk wie. Free en Everett gongen oer de flier sitten foar de poppen fan Ingelân. Omke John liet de poppen, stadich en o sa plechtich, foar it publyk bûge.

‘O jonges,’ rôp Free, ‘dit wurdt echt grappich.’

Omke John spile in pantomime dat de poppen besochten elkoar te tútsjen. Se tuten hieltyd mis. Free lake. Doe krigen de poppen fan Ingelân spul. Se raamden wat opinoar om.

‘No wer goedmeitsje.’

De poppen dienen wer har bêst om elkoar te tútsjen.

‘No wol de âldman har yn it achterst knipe.’

De mantsjepoppe hong oerside en knabbele op har achterst. ‘No it

âldminske moard en brân raze litte.’ De wyfkepoppe skeat omheech as wie se troch in foarke pjukt. ‘No de âldman besykje litte om har noch in smok te jaan.’ Omke John wibele mei de teannen fan syn rjochterfoet om de mantsjepoppe syn noas ûnder de holdoek fan it wyfke triuwe te litten. Free moast sa lûd laitsje dat er oer de flier rôle.

‘Do kinst dy jonge better net te folle laitsje litte,’ warskôge muoike Matilda. ‘Oars wurdt er noch hystearys.’ Ada moast har swier liif beethâlde om mar net te bot te laitsjen. Alfred hie in laits op syn gesicht sa grut as in heale pankoeckspanne.

Doe’t se allegearre genôch hienen fan de poppen fan Ingelân, betocht omke John in spultsje spesjaal foar Everett. Nei even fernommen te hawwen oft Everett wol droech wie, sette er him bij him op skoat. ‘Eagen ticht, jonkje.’

Everett die de eagen ticht. Omke John tikke súntsjes mei in knokkel op syn foarholle. ‘Klop op de doar.’ Doe die er mei tomme en finger ien fan Everett syn eagen iepen. ‘Deryn kypje.’ Hij draaide Everett oan de noas. ‘De knop omdraaie.’ Doe wrikte er mei twa fingers Everett syn mûle iepen en stapte mei har nei binnen. ‘Deryn rinne.’ Dêrnei pakte er syn kin beet en skodde deroan. ‘Hallo, menear Kin-Kin.’ Everett glimke.

‘Doch dat nochris,’ sei Free.

‘Hee,’ sei omke John, ‘wêrom foar dij?’

‘Omdat Everett dat aardich fynt.’

‘Moai sa. Sa bestiet de wrâld.’

Doe’t it bêdtiid wie, hie Alfred noch ien ding om sjen te litten. Hij krige Everett op en sette him bij him op skoat. Hij hold syn hân beet en telde de fingers ien foar ien ôf.

‘Op bêd, op bêd,’ seit Lyts Tomke.

‘Mar earst noch wat ite,’ seit Slikkepot.

‘Mar wêr fine we dat?’ seit it Lange Ding.

‘Yn beppe har keukentsje,’ seit Ringeling.

‘Dat sil ik ferklappe,’ seit it Lytse Ding.

Everett lake wat mear.

‘Der is ek noch ien foar de foet,’ sei Ada, en se pakte Everett syn rôze teantsjes beet dêr’t se ûnder syn nachthimd útstieken. Se leunde oer har dikke búk hinne en glimke wylst se in sankje song:

‘Teantsje read,
teantsje wyt,
teantsje waarm,

teantsje hyt,
alle teantsjes kwyt!’

Everett lake, in bytsje.

Free hipte op in stoel en stiek syn teannen nei syn mem ta om se ek ôf te tellen. Ada kaam net oan de lêste ta, sa kidelich wie er. Se hie amper de lytse tean oanroerd, of hij ferstive en sprong fan de stoel. It like krekt as soe er in stûpkje krije.

Omke John seach syn suster oan. ‘Kinst him better net te folle kidelje.’
‘Ja, dat leau ik ek.’

‘Wêrom net,’ frege Alfred.

‘Je kinne de senuwen út balâns bringe,’ sei John. ‘Ik ha dat in kear meimakke. Der wie ien bij ús dy’t krekt sa wie. Iderien wist dat er kidelich wie, en ferduld noch ta, allinne mar om sels te’n koste fan him wat wille te hawwen, ha se him net kranksinnich kidele?’

‘O,’ sei Alfred.

De bern gongen op bêd.

De tredde moarn saksearre de wyn en kaam de sinne op as in grut gouden horloazje. De sinne skynde sa skerp de keuken yn dat de eagen der sear fan dienen. It wie moai bûten. De beammen sieten ûnder de tsjokke ryp. Alfred en de oaren fielden har bij it brea-iten heel wat better.

Doe’t Alfred oan de noardkant út it keukensrút seach, waard er in grut bôgjend sniedûn gewaar. Dat kaam oan it sliepkeamersrút ta en hie it húske helendal bedobbe. Hij sei: ‘No, John, it liket dat de froulju de skuorre brûke moatte as har húske.’

‘Gjin sprake fan,’ sei Matilda feninich.

‘Ja,’ sei Ada, ‘en wat dogge we mei al dy folle nachtromers?’

‘Myn romer rint oer,’ sei John. ‘Wis en wrachtich, as ik op in sniedûn sitten gean, sil in kâld achterein mij folgje al myn libbensdagen.’

Matilda joech him in feech oer de mûle. Dat die se foardat Ada him útfoeterje koe. ‘Dat sil dij leare om sokke godslasterlike taal út te slaan.’

Omke John waard read om de mûle. Mar koe toch noch glimkje. Hij sei tsjin Free: ‘Sjochste, ik wie it eigenlik dy’t altyd yn de wenkeamer lûd bearde, sij net. Do sietst achter de ferkearde oan. Sij die mij sear.’

Alfred sei: ‘Wat we dwaan kinne, is in tydlik húske yn dy sniebank dêr dolle, der in planke op sette, en it dêr dan op dwaan.’

‘Hearken noch ta!’ sei Matilda. ‘Sa kin it wol wer, hear.’

Ada sei: ‘Mar do hast mij noch altyd net ferteld wat te dwaan mei dy folle nachtromers.’

Alfred sei: ‘No, we moatte ússels in eintsje fierder gewoan in oar húske grave, datst dêr dyn spul yn leegje kinst.’

Free sei: ‘Mei ik bûtendoar op dy sniebank boartsje?’

‘Goed, mar pak dijsels goed yn. It is dêr min tweintich.’

Al gau wienen de manlju der drok mei oan de gong. Alfred groef it tydlik plak út foar it húske, en omke John it plakje foar it leegjen fan de nachtromers. De sniebank wie spikerhurd. Bij it fuortskeppen fan de grutte brokken snie stinden de manlju deroer. De snie wie sa hurd dat Free oer de bank hinne rinne koe sûnder spoaren nei te litten. Alfred pakte in twa-bij-tolve-toms planke en paste dy yn syn lyts húske. Doe prebearre hij him út om der wis fan te wêzen dat er net omfoel. Free gong der ek op sitten om him te prebearjen.

Sûnder syn broek del te dwaan wist er al dat it te kâld wêze soe om dêr in grut boadskip te dwaan. Hij soe dat mei de manlju yn de skuorre dwaan. Mar dy earme froulju, dy moasten it mar trochstean. Gewoon fluch wêze, dat wie alles. Omke John holp Ada troch de nachtspegels foar har te leegjen. Free holp him mei har eigen lyts potsje. Hij koe mar net wenne oan de aaklike kleur dy’t dy troep yn de snie achterliet neidat it der ynlutsen wie.

‘Ja jonge,’ sei omke John, ‘dit is de iene kear datst echt sizze kinst dat, al binne dyn sûnden ek skarlekken, se net wyt wurde troch se yn in sniebank te smiten.’

Wylst Alfred en omke John de bargaen útmjuksen en de fetweiders hea fuorren bij de feeskuorre en nôt struiden foar de wite hinnen fan syn mem, ferkende Free de nuvere nije heuvels op it hiem. De grutte sniebank hie it hele hiem feroare. Guon fan de lytsere sniebanken sieten ûnder de ryp en dat makke se sa glêd, dat er der bij del slydskje koe as wienen se mei fet ynsnard. Hij joech in gjalp en woe yndruk meitsje foar it keukensrút, sadat Everett him sjen koe.

Syn getommel fan de sniebank ôf brocht him úteinlik bij de pomp foar it hinnehok.

De swarte izeren pompswingel siet ek ûnder de ryp. Hij seach derút as in besûkere stik drop. Free koe it net litte. Hij loek de sjaal nei ûnderen en bûgde foaroer om oan de berypte swingel te slikjen. Syn tonge bleau deroan fêstsitten. Hij siet deroan fêst.

Hij besocht om him los te lûken. Hij loek fûl genôch om it oan de woartel ta yn de hele tonge te fielen. Au. Hij gong wat oerein, om allinne mar te ûntdekken dat noch mear fan syn wiete tonge oan de berypte swingel fêst kaam te sitten. Wat no? Hij stie stokstil. Hij doarst gjin foet te fersetten. Hij kipe bij syn noas lâns om te sjen wêr’t er mei syn tonge oan it izer fêstsiet, en moast dêrbij sa skilich sjen dat it yn de eachhoeken sear die.

‘Oelll,’ stinde er sa lûd as er koe.

Stilte op it hiem. De manlju en de hûn wienen yn de skuorre.

Free mike fansiden, dwers oer it hiem nei it keukensrút, oft syn mem

of muoike Matilda miskien ek nei bûten stienen te sjen. Mar gjin bleek gesicht foar it rût. Sels gjin Everett.

‘Oellll!’ It roppen die sear. It oerflak fan syn tonge skuorde wat oan de sydkant. Hij fiede dat syn tonge begûn te befriezen. As der net gau ien kaam soe syn tonge ta in hurde klute befrieze. Stel dat se him lossnije moasten om him te befrijen? Dan soe er noait wer brune bôle priuwe kinne mei sûker derop.

‘Oellll!’

Stel dat gjinien him op tiid seach. Dan soe er helendal ta in iispegel befrieze, en net allinne mar syn tonge. As in stânbyld, lykas yn it gerjochtsgebou yn Rock Falls.

‘Oellll!’

Doe rekke syn ûnderlippe ek noch fêst, in lyts rântsjie derfan. It slagge him krekt om fûl genôch oan de lippe te lûken om him los te krijen. Tsjonge. As syn hele mûle fêst kaam te sitten, soenen se de helte fan syn gesicht der ôfsnije moatte om him los te krijen. Der kreaake in doar iepen.

‘Oellll!’

‘Hee jonkje, wat is dêr te rêden?’

God sij tank. Free koe syn heit net sjen omdat er syn eagen net dy kant útdraaie doarst. Hij doarst sels net te swaaïen, bang om syn tonge te skuorren. Syn heit stapte nei him ta. Omke John kaam achter him oan. Beide stoppen. Free fiede hoe’t se nei him stienen te stoarjen.

‘Godskes.’

‘Ja,’ sei omke John, ‘ditkear hoechst him net te sizzen dat er folhâlde moat en net loslitte.’

‘Ja,’ sei Alfred. Hij bûgde nei him ta om better sjen te kinnen. ‘Man, hij sit echt goed fêst. Hij krijt mei dizze kjeld binnen de minút in beferzen tonge.’

Omke John koe it net litte om noch in grapke te meitsjen. ‘Miskien moatte we him kidelje, dan skuort er himsels wol los, hê Free?’

Free wachte, foaroerbûgd. Hij doarst net iens te huverjen. As syn heit him no in reis ferkeapje soe, dan koe er der neat tsjin dwaan. Net fuortdûke of sa. Hij koe seker net in planke yn syn broek stopje.

Alfred sei: ‘No, it iennige dat we dwaan kinne is de swingel fan de pomp ôfhelje en him en de swingel dan nei de kachel te sjouwen yn de keuken. Hast dy tange bij de hân yn dy handige bûse fan dij?’

‘Jawis al. Komt der oan,’ sei omke John.

Alfred pakte de tange, loek de splitpinne út de swingel en draaide de bout los. Hoeden tilde er de swingel los fan de pomp.

‘Oelll.’

Omke John sei: ‘Kinst de jonge better sels de swingel beethâlde

litte. Hij wit presys hoefolle rek der yn syn tonge sit. Dan kin er him bij it sjouwen ek oan syn eigen stap oanpasse.’

‘Goed idee,’ sei Alfred. ‘Tinkst datst sterk genôch bist om him sels te dragen, jonge?’ Free pakte behoedsum de berypte swingel beet, ien hân oan elke kant.

‘Moai sa. No stadich nei hûs ta rinne. De iene foarsichtige stap nei de oare. Omke John rint oan de iene kant en ik oan de oare kant, foar it gefal datst stroffelst.’

Free rûn o sa foarsichtich. Hij koe krekt genôch bij de swingel lâns sjen om te witten wêr’t er hieltyd stappe moast. De berypte swingel wie sa bittere kâld, dat er him fiele koe troch syn mei wol fuorre learen wanten hinne. Doe’t er bij de keukenstoepe kaam, seach er út syn eachhoeken wei dat de froulju him troch it keukensrút oanstoarren.

Alfred die de doar iepen. Free skufele der mei de swingel sydlings trochhinne.

‘Nei de kachel ta, jonge. Ik doch it kachelslid wol iepen.’ Free gong hoeden nei de gleone kachel ta.

Ada sei: ‘Wat yn de goedichheid ...?’

‘Ja,’ sei Alfred, ‘guon bern stekke oeral de finger yn en oaren de tonge.’

‘We kinne better de dokter roppe.’

‘Wêrfoar dat? It raant der yn in minút wol ôf.’

‘Hoe witsto dat?’

‘Ik ha dat as jonkje ek ris dien.’

‘Wat jimme manlju net útheefd hawwe as bern.’

Alfred en omke John holpen Free om de swiere pompswingel beet te hâlden, elk oan ien ein en Free yn ’e midden. De ryp waard earst tsjokker. Mar al gau begûn it derôf te ranen. Doe wie Free syn tonge ynienen wer frij.

‘Wat hast no foar dijsels te sizzen?’ woe omke John witte.

‘Mmmm.’ Free syn tonge fiede oan as wie er stisele. Hij koe net direkt wurden foarmje.

Letter dy wike, doe’t de dyk útgroeven wie, gongen omke John en muoike Matilda nei har eigen plak te wenjen.

Free ❁ 9

Op in nacht yn de moanne dêrnei waard Free wekker en hearde er syn mem lûd roppen. Hij en Everett sliepten yn deselde keamer as heit en mem, want it wie boppe noch te kâld. De nachts dêrfoar hie Alfred de

tekkens oan de hoeken fêstbûn, omdat Everett ynklauwerich wie en him der graach oan syn kant helendal ynrôle. Dat Free koe net oereinkomme om te sjen wat der te rêden wie. Hij wrotte in eintsje omheech oant syn holle tsjin it wite hollenein stjitte en kipe even. De lampespegel skynde rjocht op syn mem har dikke búk. Der stie ek in nije dokter yn 'e keamer, mei in swarte snor en in gouden horloazjeketting. De dokter en syn heit flústeren tsjin elkoar. Syn mem rôp wer lûd en syn heit rûn nei it bêd fan Free en Everett om te sjen.

Free die fluch de eagen ticht.

'Ik leau net dat se wat heard hawwe,' sei er.

'Ik soe se hjir toch mar wei helje,' sei de dokter.

'Se sliepe beide as in roas,' sei syn heit. 'Dat komt wol goed mei har.'

'No, as dyn frou der gjin beswier tsjin hat, goed dan.' Der waard noch wat flústere. Der hong in lucht fan medisinen, krekt as dy't syn mem op syn pimel dien hie doe't er syn sipel skyld hie.

Syn mem sei simpelwei: 'Ik freegje mij ôf oft it allegear de muoite wol wurdich is.'

'No Ada, kom no toch,' sei syn heit.

'Dokter Halmers,' sei syn mem, 'is der gjin oare manier om dizze beker oan mij foarbijgean te litten? Troch mij wat iepen te knippen?'

'Fia de natuerlike rûte is der minder kâns op ynfeksje.'

'Mei de Heare mij bijstean,' flústere syn mem.

Free wie al gau te slûch om wekker te bliuwen. Stadich loek er de holle wer ûnder de tekkens. En wie fuort.

In skoft letter fielde er hoe't syn heit de boppeste einen fan de tekkens losknope. Free seach om him hinne. De sinne wie al op. It wie moarn.

'No, soan,' sei syn mem út har bêd wei. 'Goeie moarn.' Se siet rjochtop tsjin har kessens oan.

Free kaam oerein. 'Moarn.'

Syn mem hie in pakje yn de earms. Oan 'e boppe-ein stiek der wat babyhier út. Der hong in lucht yn de keamer as hie syn heit krekt in hin slachte en noch net it yngewant nei bûten goaid.

Free wie der net wis fan oft er de nije baby wol sjen woe. Noch in bêdepiesser derbij? Nee, leaver net. Syn heit glimke as hie er bij it honkbalsmiten it spul wûn. 'Ja, jonge, hast in splinternij lyts broerke, en hij hjit fan Albert.'

Free wie ferbaasd. 'Kin hij dan al prate?'

'Hoedatsa, jonge? Wêrom fregest dat?'

'No, as er net prate kin, hoe witte jim dan syn namme?'

Syn heit lake en skodholle. 'Jonkje, jonkje, do bist soms noch slimmer as in advokaat, sasto de minsken deryn rinne litst.'

Syn mem lake sa't se soms die as se woe dat Free wat dwaan soe.

‘Free, jonge fan mij, wolst hjir net even komme om dyn nij broerke te besjen?’

Free joech Everett in traap. ‘Wekker wurde, do. Mem wol datst Albert besjochst.’

Everett glimke earst wat en waard doe wekker mei syn blauwe eagen. Hij hie mar beard dat er noch sliepte. ‘Wêre?’

‘Hjir, Everett,’ sei syn mem. ‘Kom hjir mei jim twaen.’

Free en Everett klommen fan bêd en rûnen nei har mem har bêd. De flier wie kâld oan har bleate fuotten. Har mem tearde in nije blauwe tekken oan de kant en dêr lei in lytse poppe oan har mem te sûgen. Hij like krekt in grut babymûske. Hij hie de eagen ticht.

Free tocht ergens oan. Everett sûgde ek altyd oan mem. Jakkas. Sjoch dy rôze molke ris út de mûlshoeke fan de baby rinnen.

‘Meist de nije baby net lije, Free?’

‘Ik wol,’ sei Everett. ‘Mei ik mei him boartsje, mem?’

‘Jawol, as er wat grutter is.’

‘Is it dan myn beurt om de baas oer him te spyljen?’ frege Everett.

Ada moast laitsje. Se kuchele wat. Har gesicht wie read opset en se wie ergens wurch fan. ‘As er dat teminsten lije wol.’

Everett lake nei Albert.

Syn mem sei: ‘Mar we moatte fansels net allinne baasspylje om it baasspyljen. We binne allegear bern fan God en binne yn Syn eagen gelyk.’

Syn heit streake him troch it hier. ‘No, pak jim klean en nim se mei nei de keuken, dan help ik jim oan te klaaien bij de kachel. Mars!’

‘Ik kin dat sels wol,’ sei Free.

‘Ik ek,’ sei Everett.

‘No, moai sa. Miskien giet it hjir allegear wat makliker no’t we in nije baby yn ’e hûs hawwe.’

Ada sei: ‘Free, hâldst net fan dyn nije broerke?’

‘Ik tink fan wol.’

Har heit dirigearde Free en Everett foar him de keuken út. ‘No, Ada, wat woest fan ’e moarn as brea-iten hawwe?’

‘Krij ik dat op bêd?’ frege Ada glimkjend.

‘Skat, wat dyn hartsje ek mar begeart.’

‘Dan graach wat waarme hjouwarmout en molke.’

Alfred brocht har it iten op in blêd en kaam doe werom om mei syn twa jonges oan tafel te sitten. Hij liet de doar iepen sadat Ada him bij it gebed hearre koe. Nei it amen skepte Alfred in sleeffol dampende hjouwarmout yn Free syn kom, yn dy fan Everett, en as lêste yn dy fan himsels. Hij stie op it punt om der molke en sûker bij te dwaan, doe’t Free syn kom mei syn hannen ôfdiek.

‘Hee,’ sei Alfred ferheard, ‘wolst der gjin molke bij hawwe?’

‘Mei ik der yn pleats dêrfan gjin bûter bij hawwe?’

‘No, ast it sa graach sa ha wolst, toe dan mar. Mar wat is der mis mei molke?’

Free seach de rôze molke noch út syn mem har boarst rinnen.

Syn heit seach him fansiden skerp oan. ‘Omdat dit in spesjale moarn is, krijst ditkear bûter. Dúdlik?’

‘Wêrom kin dat net altyd, heit?’

‘Omdat dreagemolke better foar di is en foar mij ek noch goedkeaper.’

Free seach hoe’t syn heit in pear klútsjes bûter op syn waarme hjouwarmout falle liet, en hoe’t dy teraanden ta lytse giele puoltsjes, en doe hoe’t de sûker dêryn raande doe’t syn heit der in leppelfol oerhinne struide.

‘Ik ek,’ sei Everett, en skode syn dampende kom nei foaren.

‘Sjochst no wol. Der giet it al hinne,’ sei syn heit. ‘Watsto wolst, wol hij ek.’ Hij skodde de finger nei Free. ‘Ferjit dat noait. Do bist de âldste en moatst in foarbyld foar de oaren wêze.’

‘Wat is der te rêden?’ rôp Ada út de sliepkeamer wei.

‘Neat,’ sei Alfred. ‘Ik meitsje in pear útsûnderingen en stel ek in pear regels.’

Alfred moast ek it middeisiten klearmeitsje. Free en Everett seagen ta oft er it wol goed die. Doe’t er sawat klear wie, geat er foar Free en Everett in glêd dreagemolke yn.

‘Ik hoech dat net,’ sei Free.

‘Wat, gjin molke? Dêr krijst prachtige toskan fan, sjoch mar.’ Alfred liet as in wolf syn toskan sjen.

Free skodde fan nee.

‘Wêrom net?’

Dat woe er net sizze.

‘Wat is der no te rêden?’ frege Ada út de sliepkeamer wei.

‘Dy jonge hoecht syn molke net. Ik begryp net wat him besielet.’

‘O,’ suchte Ada. ‘No ja, lit him mar in pear dagen gewurde. Oant ik wer oan tafel sitte kin.’

Dy jûn prebearre Free in goede feint te wêzen. Hij fuorre de hinnen foar syn heit. Hij fandlede de aaien. Hij helle kolven op. Wylst syn heit molk, fuorre hij Swalker wat molke yn syn blikje. Doe’t er seach hoe’t Swalker de farske molke opslikke, frege er him ôf oft dat miskien de manier wie om molke te drinken. Miskien soe molke wol goed smeitsje as dy farsk wie. Syn heit soe him fansels útfoeterje as er út itselde blikje dronk as de hûn. Hij wachte oant syn heit ûnder de tredde ko siet en op

de boaiem fan de amer mei in lûd ping-ping begûn wie, en geat doe wat ekstra molke yn Swalker syn blikje. Swalker gong wat fansiden, dat Free gjin molke oer syn snút jitte soe. Doe't it blikje oan de râne ta fol wie, gong Free op 'e knibbels sitten en naam in swolchje. De waarmte fan de molke walme om syn gesicht hinne. Syn mage gong fan 'jakkes'. Free fage syn lippen fûl oan de mouwe fan syn duffeltsje ôf.

Swalker grânzge om Free bij syn blikje molke wei te krijen.

Sûnder de holle om te draaien sei syn heit: 'Kom net bij dy hûn as er drinkt of yt.'

Dy jûns woe Free bij it iten syn molke wer net opdrinke. Syn heit joech him noch ien kear syn sin troch it hele glêsfol sels op te drinken om sjen te litten hoe lekker dat it wie. De oare moarns woe Free wer bûter en sûker op syn hjouwarmout, gjin dreagemolke en sûker.

Doe stelde Alfred him de wet. 'Goed dan, soan. Do krijst neat mear te iten, gjin ien ding, gjin jirpels, gjin woarst, gjin rys, ast net earst dyn kom hjouwarmout en molke opytst. Dúdlik?'

Free stoarre koppich werom.

'Gjin bôle mei bûter en jam derop, helendal neat.'

Free wie lilk. Hij stiek de hân ûnder de tafel en knypte Everett, omdat dy wol syn kom mei molke en hjouwarmout opiet. Dy middeis diek syn heit de tafel, en sette Free syn kom fan dy moarns, mei de molke en de hjouwarmout der noch yn, foar syn noas. Free seach der swart nei.

Syn heit warskôge him mei de finger. 'Do ytst dat earst op en dan kinst fleis krije, lykas de rest fan ús.'

'Wat is der te rêden?' frege Ada út de sliepkeamer wei.

'Dyn âldste soan wol neat hawwe dêr't molke yn sit,' sei Alfred. 'Dat ik sil him ôfleare wat in minne oanwenst oan it wurden is.'

'Wat dochst dan?'

'Ik ha de kom mei molke en hjouwarmout wer foar syn noas setten. Wat er fan 'e moarn net ite woe.'

'O, Alfred.'

'It spyt mij, mar dat is de wet. Hij moat molke ha. En ik kin gjin drokte meitsje om spesjaal iten foar him del te setten.' Alfred seach him gleon oan.

Free frege: 'Mei ik de molke der ôfjitte en it dan opite?'

'Nee.'

'Dan hoech ik it net.'

'Goed, jonkje, ferhongerje dan mar.'

'Alfred,' bekibbe Ada him út de sliepkeamer wei.

'Jout neat, Ada. Ik bin hjir de baas. As er goed honger krijt, dan yt er it wol op, dat stiet sa fêst as in peal.'

Free seach hoe't syn heit en Everett har fleis en jirpels opieten. Se smakten mei de lippen om him sjen te litten hoe lekker dat it wie. Dy jûns sette syn heit deselde kom mei molke en hjouwarmout foar him del as jûnsiten. De hjouwarmout begûn der in bytsje út te sjen as in droech eilantsje. Free frege him ôf oft er de molke miskien fuort krije koe troch der in soad sûker oerhinne te struien. Hij boarte wat mei dat idee, oant er betocht dat syn heit altyd de sûkerleppel hantearde. Swart sjend, en mei in hol gefoel, hie er wer neat te iten. Wat letter, krekt foardat syn heit de ôfwask die, ferraste syn heit him troch de hûn syn kom âlde molke en âlde hjouwarmout te fuorjen.

Free tocht: 'Hee.'

Alfred fernaam dat er dat seach. 'Dat betsjut net watsto tinkst, jonkje. Moarn is it earste datst krijst wer molke.'

En jawis, bij it moarnsiten stie it der wer: in glês fan dy ferrekte blauwe dreagemolke.

'Jonkje, do silst dy molke opdrinke, of hongerlije. Ik sil dij dit ôfleare.'

Doe't Free dy middeis bûtendoar gong om te boartsjen, seach er om him hinne oft der wat te iten wie. Hij betocht dat syn heit wat mais foar de hinnen meald hie. As de hinnen it lekker fûnen, dan fûn hij dat miskien ek wol. Hij gong nei de foeramer en prebearre der in hânfol fan. Mar nei dêr in skoft op omhaffele te hawwen, besleat er dat it te droech en bros wie. Doe betocht er dat kij fan luzernehea holden, en spesjaal de lytse griene bledsjes. Dat hij gong nei de golle en besocht dat. Ffft. Dat wie noch slimmer as droege teebleden ite. Free hie sjoen hoe't omke John in koartere wei fan de heasolder nommen hie, de iepening boppe de keallestâl. Der stie gjin houten ljedder bij dat ein fan de golle. Hij hie de manier bewûndere wêrop't omke John himsels even oan de râne hingje litten hie, foardat er him op de bûthúsflier falle liet. Dat moast moai wêze. Free liet himsels oer de râne sakje en ek even oan de fingerseinen hingje. Hee, dat wie lekker. Hij swaaide in pear kear mei de skonken hinne en wer.

Bij likernôch de tsiende kear glieden de fingers fan syn linkerhân in bytsje fan de râne ôf. Hee. Hij wie syn greep hast kwyt. Hij hie op de foerbak delkomme kinnen en net op it hea ûnder him. Hij seach bij syn swarte oerskuon lâns. Der lei gjin tsjokke laach hea ûnder op de flier. Hij hie fergetten om earst wat hea del te smiten. No hie er in probleem. Hij moast him op it hurde beton falle litte.

Bang rôp er: 'Hee, heit, help!'

Doe betocht er dat syn heit ergens yn it lân wie, en dat er him net beroppe koe. Dêrnei woe er syn mem roppe. Mar hij betocht dat dy noch op bêd lei mei dy nije baby, Albert. Hij seach bij syn noas lâns,

bij de knopen foar op syn duffelse lâns en besocht te sjen hoe fier it wie nei it hurde beton dêrûnder. Doe't er lang om let de flier goed sjen koe, waard er noch benauder. Man, wie mij dat in ein nei ûnderen ta.

Hij soe syn nekke brekke en deagean. Syn fingers begûnen trilderich te wurden. Dy fan syn linkerhân trillen it slimst. As syn linkerhân it bejoech, koe er him amper allinne mei syn rjochterhân fêsthâlde. Wat noch slimmer wie, hij begûn it lestich te finen om te sykheljen. It wie krekt as waard syn boarst stadichoan tichtknypt.

'Leave Heare Jezus, asjeblyft, dit is it slimste dat ik oait meimakke haw. Help mij te rêden. Om Jezus' wil, Amen.' Der gebeurde neat. De Heare Jezus hie it wierskynlik te drok mei oare dingen om him te hearren. Noch even en dan foel er. Hij frege him ôf oft er miskien in foet oer de râne krije koe om sa werom te kladderjen op de heasolder. Hij besocht it. Omheech, omheech. De spieren yn syn earms trillen en skokten. Hij krige ien knibbel omheech. Doe wist er dat er dat net dwaan koe. Syn earms wienen net sterk genôch.

'Help!!'

'Free?'

Hij hold de siken yn. Hij harke.

'Free?'

It wie syn mem. Mem wie wer fan bêd ôf. Jezus hie him heard en har stjoerd.

'Mem, ik bin hjir yn de skuorre en ik kin net nei ûnderen komme. Mem?'

'Wêre?'

'Hjir yn de keallestâl.'

'Yn de goedichheid, jonge. Wat hast no wer útfûn?'

Syn mem stie fuort yn de doar. Se hie de oerjas fan Alfred oan en syn reade learzens mei seis gaspen.

'Free!'

'It spyt mij, mem. Ik woe dwaan wat omke John ek in kear dien hat.'

Ada kaam op him ôf en griep him bij de ankels. 'No dan, lit mar los. Ik hâld dij beet.'

Free liet los en glied yn de earms fan syn mem. Hij draaide him om en sloech de earms om har holle hinne. Syn mem die dat ek en liet him op de grûn sakje.

'Jonkje, jonkje, wat moatte wij mei dij oan, sast dij altyd yn de problemen wurkest.'

Free seach nei syn fingers. Dy wienen donkerblau bij de einen en helendal wyt oan de twadde knokkel ta. It die ôfgryslík sear om der op te rossen. It wie krekt as hie ien in dakpannespiker troch syn neilen hammere.

‘Och och. No, kom mar yn ’e hûs foar in stik cake dat ik bakt ha.’

O jonge noch ta. Mem soe him dan net earst dy ferrekte molke drinke litte.

‘Goed, mem.’

Hij seach har fol leafde oan. ‘Is mem dan wer better, mem?’

‘Folle better, jonkje. Kom.’ Se joech him in triuwke yn de rjochting fan it hûs. Se rûn der sels stiif achteroan. Mar doe’t er op syn plakje bij de tafel siet, en op de traktaasje wachte, foel it him kâld op ’e lea doe’t er hearde wat syn mem dêrnei sei.

‘O ja, it wie mij hast fergetten. Jim heit seit datst earst dyn molke opdrinke moatst foardatst wat oars krijst.’

‘Mar mem, dit is it middeisiten. Net it waarme iten jûns.’

‘It spyt mij, jonge. Mar as jim heit regels stelt, dan moatte wij dêrnei harkje.’

‘Dy ferdomde heit. Altyd mei syn regeltsjes.’

Syn mem wie skokt. ‘Free. Hearde ik dij flokken?’

‘Miskien.’

‘No, lit mij soks nooit wer hearre. Yn it bysûnder net oer jim heit. Jim heit wie de leafste man op ierde doe’t ik de baby krige. Hij wie gleonhastich om op it lân oan it wurk, mar hat alle tiid nommen om foar mij it wurk yn ’e hûs te dwaan wylst ik op bêd lei. Hij is in grut man, soan.’

Free sei neat.

Syn mem sette in stik nijbakte sûkeladecake klear. Der sieten rezinen yn en der lei glazuer fan brune sûker op. Se sette ek in glês blauwe dreagemolke foar him del. ‘No, hjir is dyn molke. Drink dat op, en dan is de cake fan dij.’

De cake seach der lekker út.

‘No, Free, kom op. Net sa dwers.’

‘Is de molke kâld? Ik kin dat net drinke as dy noch waarm is.’

‘Ja, dy is kâld.’

Free suchte en woe net graach tajaan, mar syn rezineecake hold er noch mear fan, en hy hold sels noch in bytsje mear fan syn mem. Hij loek in ferskuorrend fiis gesicht en dronk doe mei grutte swolgen, sa gau’t er koe, it glês fergif op.

‘God sij tank,’ sei Ada. ‘Dat ha we ek wer hân.’

Free ❁ 10

Omke Abbott, heit syn broer, kaam in wike útfanhûs. Free mocht him direkt graach lije. Omke Abbott makke net altyd grappen lykas omke

John, mar hij wie in echte hurddraver. Alfred sei dat omke Abbott op de merke altyd it hurddraven wûn. Hij hie swart hier, krekt as Alfred, behalve dat syn hier net wyt waard lykas dat fan Alfred sels. Hij hie freonlike blauwe eagen, mar syn heit wie langer.

Dy sneins sei Alfred nei tsjerke dat iderien even meikomme moast om wat gatten te besjen achter yn it gerslân. Hij koe net útfine watfoar beest se groef, dy gatten wienen sa grut en djip. It wie in sinnige dei en it gers wie krekt grien oan it wurden. Ada gong ek mei, nei har der earst fan ferwissige te hawwen dat Everett en Albert har middeissliepke dienen. Alfred, Ada, omke Abbott, Swalker en Free rûnen nêstelkoar. Ada hold út en troch even ho om nei in maitydsblomke te sjen.

Al gau draafden Free en Abbott in pear kear om it hurdst om te sjen wa't it earste bij in âlde stikelstâle wie, doe bij in spjalt yn it lân, en dêrnei in âlde kowepankoek. Omke Abbott hie nije wite tennisskuon oan en Free brune tennisskuon. Free wûn elke kear. Mar hij wist dat syn omke him winne liet, omdat er him sa graach lije mocht. Syn mem lake altyd breedút nei omke Abbott, omdat er sa aardich foar lytse jonkjes wie. Se hold likefolle fan omke Abbott as fan syn heit. Free pakte omke Abbott bij de hân beet en loek der oan. 'Ik wedzje datst Swalker net ferslaan kinst.'

'O nee? No, dat sille we noch wolris sjen.' Omke Abbott syn blauwe eagen twinkelen. Hij knipte mei de fingers nei Swalker. 'Kom op. Sille wij ris hurddrave? Hnh?' Swalker hold ek fan spultsjes. Syn tonge kaam nei bûten en hij lake. Syn gouden sturt swaaide hinne en wer. Hij seach om him hinne om ergens op te jeien.

Omke Abbott knypeage nei Free en begûn nei de heuvel foar him te draven. Swalker pakte dat fuort op. Hij helle Abbott yn. Doe gong omke Abbott hurder en helle Swalker wer yn. Doe gong Swalker wer hurder en helle omke Abbott yn. Earst flitsten de wite tennisskuon foaroan en doe fjouweren de fjouwer wite poaten foaroan. Se hellen elkoar fjouwer kear yn.

'Sjoch dy Abbott ris draven,' lake Alfred doe't er se fleanen seach. 'Gjinien op de wrâld kin sa drave.'

Ada lake ek.

Free draafde de skeante op achter omke Abbott en Swalker oan om te sjen wa't it winne soe oan de oare kant fan de heuvel oan 'e ein fan it gerslân. Doe't er pûstend boppe op de hichte kaam, seach er dat Swalker wer foar lei. Ynienen seach Swalker nêst him wat. Hij hold op fan draven en gong rjocht op de nije gatten yn it lân ôf, dêr't Alfred it oer hân hie. Der draafde in hierrich griis beest oer it gers dat ek op de nije gatten ôf gong. It hie in swarte búk. Swalker wie it beest te gau ôf en snijde him foar de hoalen ôf. Omke Abbott gong suniger en stoppe doe om ta te sjen.

Free stoppe ek. Syn búk die ynienen sear fan al dat draven. It wie pine yn de side. It grize beest seach Swalker even oan en stode doe rjocht op him ôf. Hij biet nei Swalker. Dy prebearre oan de kant te springen, mar dat slagge net helendal. It grize beest biet him yn de poat. Swalker jankte. Hij liet de sturt sakje en begûn nei hûs te draven. It grize beest jage achter him oan. Swalker gong hieltyd hurder sa't er dien hie doe't er tsjin Abbott draafde. It grize beest koe him net bijhâlde. Mar doe waard er omke Abbott gewaar. Dêr stode hij doe op ôf. Hij grânzge as wie er echt lilk op ien. Hij wie twa kear sa breed as heech. Omke Abbott lake net mear. Hij wachte oant it grize beest him hast te pakken hie en sprong doe rjocht omheech, sadat it beest ûnder him troch skeat en him miste.

Krimmenikus!

Omke Abbott raasde: 'Achterút!' Free seach om him hinne. Syn heit en mem stienen achter him. 'Bliksekaters!' sei syn heit. 'It is in das mei rabiës.' De das fleach wer op omke Abbott ôf. Opnij ûntwiek dy him en sprong hij deroerhinne. Alfred seach om him hinne. Hij seach in ôfbrutsen stekpeal stean. Hij draafde dêrhinne en skuorde der mei beide hannen oan. De krammen yn de peal fleagen as kûgels yn de rûnte en de peal kaam los fan de stikeltrieden. Hij pakte him boppe-oan beet en draafde nei ûnderen om Abbott te helpen.

De das hearde Alfred oankommen. Hij draaide him yn in flits om. Hij koe sa fluch as in draaistoel omgiselje. Hij hie in lytse kop, mar wie sa lilk dat er syn bek grut makke troch syn toskjen sjen te litten. Hij jankte. Der kaam skom út de hoeken fan syn bek. Hij seach dit út en dat út en joech neat om de grutte kneppel dy't Alfred beet hie. Hij draafde rjocht op syn skonken ôf.

'Jezus noch ta. Dat ferrekte ding hat wat yn it sin.' Alfred gong mei syn kneppel yn postuer stean. Doe't de lilke das him hast te pakken hie, sprong er oan kant en joech de das in alderferskuorrende oplawibus boppe op de nekke. De das rôle him op ta in bal en kaam op de rêch te lizzen. Syn swarte búk trille.

Omke Abbott en Ada kamen te sjen. Se stoarren nei de swarte búk fan it beest. Ada hold beide earms foar it liif. Abbott stie derbij mei de hannen op syn heupen. Alfred sei: 'Dat smoarge kring moat wol gek west hawwe om ús sa oan te fleanen.'

Omke Abbott knikte. 'It is bekend dat it koppige fjochters binne as se yn in hoeke dreaun binne. Mar se falle foarsafier't we witte noait minsken oan.'

Alfred sei: 'Witst wat foar mij it bewiis is dat er gek wie?'

'No, wat dan?'

'Hij wie op klearljochtskynde bûten syn hoale.'

‘Dat is wier. It binne foaral nachtdieren.’

Ada skodholle stadich. ‘Ik freegje mij ôf wêrom’t God sa’n skepsel makke hat. It iennige dat it docht is gerslân ferniele. Wat hat dat beest eigenlijk foar nut?’

Abbott sei: ‘Se binne de dea foar wangpûderotten, oars.’

Free seach nei Swalker, dy’t oan syn rjochter foarpoat slikke. ‘Heit.’

Syn heit bûgde him foaroer en beseach Swalker even. ‘Ja, hij is biten, mar net djip.’

‘Giet er dan net dea, heit?’

‘Nee.’

Doe gong syn heit te sjen oft de lilke das echt dea wie. Hij hufte him mei de peal noch in pear kear op syn kop.

Omke Abbott moast wer oan it wurk. Iderien miste him.

Al gau kamen der waarmere dagen en koenen Free en Everett op har sânbulte boartsje bij de sektouter. Se boarten dat se twa stêden hienen. Swalker lei yn it gers bij it bargestek. Syn rjochterpoat die him sear en no en dan biet er der even flink yn. Ien kear blafte hij der tsjin.

Everett krige al gau begrutsjen mei syn maat Swalker. Hij gong nei him ta om him te aaien. Swalker woe dat net. Hij draaide him om as in draaistoel en liet syn toskjen sjen. Hij woe Everett bite en betocht doe dat er fan Everett hold en die dat dus net. Hij wie yn ’e war.

Free gong stean. Hij seach om him hinne nei in kneppel. Hij koe net in losse stekpeal fine lykas syn heit dien hie, mar der stie in izeren stange yn de grûn dêr’t syn mem blommen plante hie. Dêr gong er hinne, makke it stikje tou los dat dêr oan fêst siet, skuorde de stange út de grûn en haaste him om Everett te helpen foar it gefal dat Swalker him bite soe.

Swalker seach Free oankommen. Hij woe Free ek net bite. ‘Gean bij him wei,’ sei Free tsjin Everett. Doe hold Swalker de kop leech bij de grûn en prebearre Everett yn de skoech te biten. Free sprong tusken har yn en pjukte de weinstange yn Swalker syn búk om him tsjin te kearen. Swalker hapte nei de izeren stange. Syn toskjen klikten derop. It wie krekt as spatten der fonken út syn bek, mar it wie almeast skom. Doe snjitte Swalker om Free hinne en biet Everett fûl yn de knopkeskoech. Free waard doe ek lilk. ‘Do ferrekte hûn – bliuw fan myn broer ôf.’ Hij joech him in feech op syn gouden skouder.

Swalker krige doe spyt. Hij sloep fuort en kroep wei ûnder de maisbak. Everett seach nei de toskyndrukken op de tean fan syn swarte skoech en begûn te gûlen. ‘Wat is hjir te rêden?’ frege har mem út de stoepedoar wei. ‘En set dy izeren stange dêrst him fûn hast.’

‘Mar mem, ik moast in kneppel hawwe. Krekt as heit.’

‘Wêr dat foar?’

‘Omdat Swalker Everett bite wol.’

‘Och. Dat leau ik pas as ik it sjoch.’ Se kaam it paadsje del. ‘En wêrom gûlt Everett. Hast him sear dien?’

‘Nee. De hûn.’

‘Och.’

‘Mem, dat binne echt net myn toskyndrukken op Everett syn skoech.’ Free wiisde nei Everett syn swarte skoech. Swalker hie sa djip biten dat de grize binnenkant der trochhinne te sjen wie.

‘Hearken noch ta.’ Ada sakke op de knibbels om even better te sjen. ‘Ja, Swalker hat him echt biten.’ Se fage in pear gouden hierren út har eagen wei. ‘Wat ha jim mei Swalker útheefd?’

‘Niks.’

‘Ja ja, it is altyd niks. Dat wit ik wol.’

‘Mar mem, we boarten krekt stedsje en doe woe Everett Swalker even aae omdat er yn syn poat biet, want dy die him sear.’

‘Yn syn poat biet?’

‘Ja, mem.’

‘Wêr is er no?’

‘Hij is weikrûpt ûnder de maisbak.’

‘O.’ Ada sloech de earms om Everett hinne. ‘It is wol goed. Swalker bedoelde it net sa.’ Se makke de fifiers fan Everett syn skoech los en loek dy út mei syn hoas. ‘Hij hat teminsten net oan de hûd ta trochbiten.’ Se seach as wie se ergens bang foar. Se loek Everett de hoas en de skoech wer oan en gong stadich oerein. ‘Kom, bern. It is hast iterstiid. Jim kinne better even de hannen waskje foardat heit komt. Hij kin no elk momint thúskomme.’

‘Mar mem,’ sei Free, ‘heit lit mij altyd de hynders meinimme.’

‘Yn ’e hûs mei jim. Ik wol der neat mear oer hearre.’

Dy middeis fertelde Ada oan Alfred wat de hûn mei Everett dien hie.

‘Hm,’ sei Alfred. Hij beseach de toskyndrukken op Everett syn skoech. ‘Kaam it oan de hûd ta?’

‘Nee. Der is op de jonge neat te sjen.’

‘Soa.’

‘Ja,’ sei Ada. ‘It is wierskynlik dy hûnsdûmens dêr’t sprake fan wie.’

‘Mar it is wol nuver dat in das dat hat. Wylst stjonkdieren dat meastal hawwe.’

‘Miskien hat in stjonkdier dy das biten.’

‘Yn pleats fan him wiet te spuitsjen. Dat sil dy das wol ferbaasd hawwe.’

Ada suchte. ‘Elke dei libje wij yn tûzen gefaren.’

‘Hm,’ sei Alfred. ‘Dat is oeral sa.’

‘Ik bedoel hjir op ierde, Alfred, fergelike mei de himel. Wêr’t ik, as God it wol, op in dei hinne hoopje te gean. Dêr libje ik yn elk gefal foar.’

Neidat Alfred syn piip leechrookt hie en in knipperke dien hie, krige er de .44 fan de spiker boppe de doar fan de foarriedkast. Hij makke it gewear iepen en seach yn de loop. ‘Hee, dat is wier ek. Ik ha dêr bij Alvord de lêste fan myn kûgels brûkt. Foar dy kninen dy’t dyn bou opfrieren.’

Free stoarre nei de glânzgjende blauwe loop. Op in dei soe er ek syn eigen gewear hawwe en dan soe er de moffen deasjitte en de wrâld rêde.

Alfred hong it gewear wer teplak. ‘Wêr binne myn learen wanten?’

‘Wês foarsichtich, Alfred, datst net biten wurdst.’

‘Jonges, jim bliuwe hjir oant it foarbij is.’ Alfred rûn nei de maisbak. Free en Ada seagen him nei troch it keukensrút hinne. Alfred sakke yn de hoksen en besocht om Swalker ûnder de maisbak wei te lokjen. Op it lêst kaam Swalker te foarskyn. Mar hij liet syn toskten wol sjen. Alfred glimke nei him en troaie him noch wat mear. Doe skeat ynienen syn hân út en griep er Swalker bij syn gouden nekke. Swalker koe neat mear dwaan. Hij krôle en spinpoate en besocht om Alfred te biten, mar dy hie him stevich beet. Alfred hold Swalker fan him ôf.

‘Mei de himel ús bijstean,’ sei Ada.

Alfred rûn nei de sektouter en knope mei ien hân Swalker it tou om de hals. Hij joech in fûle ruk oan it tou sadat Swalker der net útspringe koe. De sek dy’t fol strie siet hong tsjin de rêch fan Swalker oan. It wie krekt as hongten dêr twa hûnen, ien mei in sturt en ien sûnder. Swalker spinpoate en skokte, en de sek swaaide mei.

Free stoarre mei wylde eagen. ‘Giet Swalker no dea, mem? Krekt as pake?’

Ada lei de hân op har hart. ‘Ja, leave jonge. En wat is dat toch treurich. Ik wit noch dat ik him bij ús earste hûs yn de sleat fûn ha.’

‘Dat wit ik net mear.’

‘Dat wie foardatsto der wiest, jonge.’

‘Wie ik dan noch dea?’

‘Nee. Do wiest hjir noch net.’ Swalker skokte noch altyd. It wie ferskriklik.

Op it lêst rûn Alfred nei de maisbak ta en griep in nekbûgel. Weromkommen hufte er Swalker dêr hurd mei op syn kop. Swalker spinpoate net mear. Even letter brocht Alfred de learen wanten wer yn ‘e hûs. Free wie lilik. ‘Wêrom moast heit him slaan, heit?’

‘Ik koe it net ferneare om him sa lijen te sjen.’ Syn heit gûlde in pear grouwe triennen. ‘It wie sa’n geweldige hûn. De bêste dy’t ik oait kennen haw.’

Free waard der oars fan. Hij wist net dat syn heit gûle koe.

De bichjes hienen gjin ferlet mear fan har mem. Se koenen Alfred syn dreagemolke drinke. Sa gau't de sûgen modderfet wienen, lade Alfred se yn de Cannonballfrachttrein. Hij reizge mei de sûgen nei de merk fan Sioux City om se oan jild te meitsjen. Twa dagen lang dienen Free en Ada it wurk foar Alfred. Everett helle de kolven foar de kachel. Iderien arbeide, behalve Albert, de nije baby.

De tredde deis, om tolven hinne, ried âlde Horsberg yn syn nije mei koper ôfsetten Ford it hiem op. Doe't er op de rem trape, stie de nije Ford triljend en skokkend stil.

Der stapte in lange man út. Hij hie in nije grize hoed op mei in swarte bân en in nije oerjas oan mei in smelle fluwielen kraach. Hij hie ek nije swarte wanten oan en swarte skuon. Free wist net wêrom, mar hij wie bang om 'hallo' te sizzen. De âlde Horsberg liet de motor raze dat de mei koper ôfsetten Ford skodde, dy't doe in koarte bocht makke en fan it hiem ôfrattele.

'No,' sei de lange man, 'begroetsje jimme jim heit net even mei in stevige tût?' De lange man lake krekt as heit.

Everett rûn op him ôf en sloech de earms stiif om de skonk fan de man hinne. Free glimke mar wat, mar bleau op in distânsje. Ada kaam yn de doar. De doar iepening omsleat har as in skilderijlist.

'No, Alfred, do sitst as in nije hoanne yn de fearren.'

'Ja,' lake de lange man dy't lake lykas heit. 'Wat fynst fan dyn nije man?' It wie dus in nije heit.

Ada moast laitsje. 'Sa't ús John sizze soe, do bist yn de pronk as in seare tean.' Doe lake de nije heit noch mear breedút, as in heale moanne. Hij hie twa pakjes bij him. De nije heit rûn yn 'e hûs.

'Ik tocht dat it hast tiid wie om op de man fan de koaninginne fan Leonhard County te lykjen.'

'Ik bin gjin koaninginne.'

'Foar mij wol.' De nije heit sette de pakjes del en sloech de earms om mem hinne, sa stiif dat se kreunde. 'En hoe is it mei myn skatsjes gien doe't ik fuort wie?'

'Heel goed,' sei Ada.

'Ik ha de maiskolven ophelle,' sei Everett. Free wist net oft wol er tsjin de nije heit doarde op te skeppen. Everett die nochal frijmoedich tsjin de nije heit. Mar Everett wist no ienkear net better.

Syn mem sei: 'We ha gjin min waar hân. Elke dei sinne. En de jonges hienen it beide sa drok, se hienen it net oan tiid om ûndogensk te wêzen.'

De nije heit paradearde yn syn nije klean yn de keuken op en del.

‘No, it liket dat jim allegear braaf west hawwe wylst ik fuort wie. Kom, meitsje dat pakje mar ris iepen. Dit hjir.’

‘Ik hoopje datst ús no net wat healwiis kocht hast,’ sei Ada.

‘Meitsje it no mar iepen,’ sei de nije heit.

Ada befielde earst de mouwe fan Alfred syn nije jas. ‘Dat is goed materiaal. Ik doar te wedzjen dat dat in aardige sint koste hat.’

‘Santjin dollar bij in útferkeap. Grize karsaal.’

‘Dy chesterfieldkraach is moai. Dy stiet dij goed, Alfred. Mar wiest net bang dat dy yn de trein ûnder it roet komme soe te sitten?’

‘Om de wierheid te sizzen, ik hie al dy nije dingen yn dat oare pak dêr, oant ik bij Bonnie wie. Doe hoegde ik it allinne mar oan te lûken om der wat mei te pronkjen as ik op it hiem kaam.’

Ada makke de toutsjes fan har nij pakje los. ‘Ha de sûgen in goede priis dien?’

‘Ik ha in poerbêste merk troffen. It goede gewicht op de goede dei.’

Ada helle in nije pearse jurk út it pakje. ‘Alfred, dat hiest net dwaan moatten.’

‘Wêrom net? As ik in chesterfieldoerjas drage kin, dan kinsto seker in koaninginnejapon drage.’

Ada har laits wie like grut en breed as dy fan de nije heit. ‘Pas him ris oan. Sjen oft er past.’

‘Hoe koesto no myn maat witte?’

‘No, dat soe in moaie boel wêze as ik dat net wist. As ik elke nacht myn earms om dyn mul slaan.’

It wie echt har heit, behalve dat er ek wat nij wie. Ada seach nei har jonges. ‘Echt net.’

‘Lûk him oan.’

Ada gong nei de sliepkeamer om him te passen.

Free frege: ‘Hat heit ek in kado foar ús meinommen?’

‘Wol wis en degelik, jonge. Hjir.’ Alfred dolde wat djipper yn it pak en helle der in pear nije learen wanten út, ien pear foar Free, ien pear foar Everett. Se wienen fuorre mei lammewol.

‘Foar de kommende hjerst. Ik koe se goedkeap bij in útferkeap krije.’

‘We meie se dan no noch net drage?’

‘Nee. Se binne foar ast takom hjerst nei skoalle giest. As it kâld wurdt. Is dat net prachtich? Dan kinst dyn itensammerke drage sûnder kâlde hannen te krijen. Se binne folle waarmer as gewoane wollen wanten.’

Free en Everett loeken se oan om te passen. Se wienen wat te grut.

‘Presys goed,’ sei har heit. ‘Tsjin takom winter binne jim der wol yngroeid.’

Har mem kaam der wer yn, mei de pearse jurk oan. Se hie har gouden hier boppe op de holle stutsen.

‘Jonge noch ta!’ sei har heit. ‘Wat bin ik bliid dat ik werom bin.’ Hij sloech har de earms om ’e mul en liet har mei him in bûging meitsje nei de keukenskachel. ‘Majesteit,’ sei er tsjin de swarte kachel, ‘de Hartoch en Hartoginne fan Siouxland.’

Mem en heit wienen noch moaier as in plaatsje yn in plaatsjeboek.

Alfred liet Ada in pear sabeare dûnstappen mei him meitsje en tilde har doe fan de flier.

‘Oeoe, Alfred, set mij del!’

Free hold wol fan dat nije oan syn heit. Miskien mocht er fan dizze nije heit op syn hjouwerhout moarns twa skeppen sûker hawwe. Miskien mocht er sels wat rezinen en raspe kokosnút hawwe op syn rys jûns.

Doe’t se dy middeis allegear fleis en jirpels en griente hân hienen, sette Ada in grutte skaal dampende rys op tafel. De ryskerrels wienen sa úttynd dat se krekt hagelstiennen liken. Alfred joech de jonges elk in flink boardfol. Hij struide der in leppel sûker oerhinne.

Free tikke him op de earmtakke. ‘Mei ik twa leppels sûker, heit? En rezinen en kokosnút der boppe-op?’

Syn heit rôle hast fan syn draaistoel. ‘Wat?’ Hij seach de kant fan Ada út. ‘Dat spant de kroan. Hasto myn jonges oan it bedjerren west wylst ik fuort wie?’

‘Nee hear.’

Alfred seach Free oan. ‘Wêr hast dat idee skippe datst twa kear dyn gewoane poarsje sûker krije koest? Mei noch rezinen en kokosnút derbij?’

‘Ik tocht dat dat miskien mocht fan it nije oan heit.’

It die syn heit sear om dat te hearren. ‘No, soan, oan mij is der neat gjin nijs. It wienen allinne de klean dy’t nij wienen.’ Hij besocht te glimkjen as omke John. ‘Ik bin deselde âlde heit. Ik hoopje datst dat goedfynst.’

Free seach nei wêr’t de iene leppelfol sûker op syn rys struid wie. Hij seach it eilantsje sûker stadich fuortsinken. Op it lêst pakte er syn leppel en begûn te iten foardat alle sûker ferdwûn wie. Ja, it wie deselde âlde heit.

Free ❁ 12

In pear moanne letter makke Ada Free betiid wekker en joech se him in kompleet nij stel klean om oan te lûken, swarte hoazzen, blauwe

overall, brune stevige skuon, in blau-mei-grien hokkerich boesgroen, en in blauswarte breiden mûtse.

‘Wêr geane we hinne, mem?’

‘Do giest nei skoalle, soan. Bist alwer fergetten wat ik dij juster fertelde?’ Dat wie wier ek. Heit en mem hienen it deroer hân.

Free fûn syn nije mûtse moai. ‘Mar mem, is it dêr net noch te waarm foar?’

‘Ik wol datst him draachst om dyn wylde hier teplak te hâlden.’

Free sei: ‘Wêrom moat ik nei skoalle?’

‘Om lêzen te learen.’

‘Mar mem, ik kin al “kat” en “hûn” lêze.’

‘Jonge, op in dei wolle wij datst de Bibel lêze kinst.’

‘Moat dat dan?’

‘Ja, dat moat.’

Free biet op syn ûnderlippe. Syn heit kloppe de piip út yn de kachel. ‘Na, bist hast klear? Ik nim dij mei yn de Overland. De dyk is hjoed droech.’

‘Mar -.’

‘Gjin mar hjoed,’ sei syn mem. ‘Skoalle moat. Silst it heel moai fine. En hjir is dyn itensammerke. Ik ha dyn favorite bôle deryn dien. Brune bôle mei sûker.’

Free seach swart nei Everett.

‘Jonge, op in dei sjochst op dizze moarn werom as de gelokkichste dei fan dyn libben,’ sei syn mem. ‘Ik woe wol dat iksels ek wer nei skoalle koe.’

Free pakte it itensammerke. It wie it sjerpammerke dat se krekt leechbrûkt hienen. Syn mem hie it de jûns dêrfoar ôfwosken en it plaatsje derôf rost.

Ada sei: ‘Fan ’e jûn, as de skoalle útgiet, dan wol ik datst mei de bern fan Horsberg weromrinst. Dat binne Peter en Paul. En lytse Alvina. Dy binne hast like âld as dij. En Louise is der ek. Dy is âlder en kin op jim allegear passe.’

‘Hast goed heard wat mem sei?’ frege syn heit.

‘Ja.’

‘Do moatst nei Horsberg allinne fierder nei hûs ta rinne, dat wês foarsichtich ast mei frjemden praatst. Pas foaral goed op mei sigeuners en Indianen. De sigeuners meie graach bern stelle en dan losjild freegje. En de Indianen stelle graach blanke bern om har eigen bern te ferfangen dy’t se oan sykten ferlern hawwe.’

Free fleurde fan binnen wat op. Indianen? Hee.

‘Ast ienkear oer de heuvel bist hjirre, dan kin ik út it keukensrút wei in eachje op dij hâlde. Hast dat heard?’

‘Ja mem.’

‘En de namme fan dyn juffrou is Vera Fenster. Do moatst har “juffrou” neame of “juf Fenster”.’

‘Is sij dan de baas?’

‘Ja, sij is de baas.’

Free folge syn heit nei bûten ta. Dy slingere de Overland oan en stapte doe achter it stjoer, wylst Free ynstapte oan syn mem har kant.

Ada swaaide har út de keukensdoar wei út. Everett stie nêst har en swaaide ek. Doe’t se de bocht omrieden bij Horsberg lâns, sei syn heit: ‘Jonge, ik wol datst graach nei skoalle giest. Moatst net ferjitte dat jim heit net folle nei skoalle gean koe, dat wie omdat syn mem stoar doe’t er noch mar in jonkje wie en de famylje útelkoar spatte, en hij derút moast om te wurkjen. Mar jim mem libbet en is sûn en dyn famylje is noch bijelkoar en dus krijsto de kâns om helendal oan de achtste klasse ta nei skoalle te gean.’

De Overland wrotte stadich bij de heuvel op. Doe’t se de pleats fan Windmiller foarbijrieden, kamen der krekt twa lytse famkes út ‘e hûs dy’t ek nei skoalle gongen. Alfred draaide it skoalplein op. In protte drokdwaande bern draafden ûnder de beammen hinne en wer.

Alfred lei in hân op Free syn skouder. ‘Kom. Ik nim dij even mei om earst even bij de juffrou te sjen. Nim dyn ammerke mei.’

Der hong in sterke lucht fan oaljeferve yn de skoalle. De muorren wienen fan ûnderen brún en oan de boppekant wyt. De wite gerdinen waarden hinne en wer blaasd troch de wyn. Fan de muorren stoarren âlde mannen op har del. Der stienen rigen banken krekt as dy’t Sherm yn syn skoalle hie yn beppe har stêd. Der siet in dame as muoike Karen, mar dan dikker en joaliger, achter in grut buro. ‘Moarn, jimme.’

‘Hm,’ sei Alfred. Hij rûn mei Free op har ta. ‘Juffrou Fenster? Ik tocht op de earste skoaldei ús jonge sels mar even te bringen.’ Hij frommele in stikje papier út syn boarstbûse. ‘Myn frou hat syn namme hjir opskreaun. Asjeblyft.’

De juffrou gong stean. Se hie in griene jurk oan. Har hier en eagen wienen brún. Se lies fan it stikje papier: ‘Alfred Alfredson. Goed. Wolkom op Rock nûmer 3, Alfred.’

‘Hm,’ sei Alfred. Hij glimke nei de juffrou as woe er ek op skoalle. ‘We neame him meastal Free.’

‘Free, wat prachtich.’ De juffrou glimke as in hânfol blommen.

‘Hmm, goed dan, ik kin no mar better nei hûs ta – der moat noch wat ploege wurde.’

‘Ja, Alfredson, betanke dat jo jo soan brocht hawwe. It is in skoan ding om te sjen dat âlden de tiid nimme om te soargjen dat har bern de skoalle goed begjinne.’

Alfred gong fuort.

‘No, Free, ik tink datst wol witte wolst wêrst komst te sitten.’ De juffrou rûn nei de lêste rige banken oan de sinnekant fan it lokaal. ‘Hjir, helendal foaroan. Goed?’

Free stoarre nei de bank. De skeane boppekant hie de kleur fan in ripe appel. Ien hie der mei in griffel letters ynkrast. ‘Wat fynst derfan? Goed?’

Free knikte. Yn beppe har stêd hie Sherm in bank achter yn it lokaal. ‘Kom. Ik lit dij even sjen wêrst dyn itensammerke delsette kinst.’ De juffrou gong him foar de gong yn. Under de kleanheakjes stie in rige ammerkes. ‘Sjoch, hjir. Dyn plak is oan ’e ein. Under dyn heakje. Letter, as it kâld wurdt, moatst dyn duffeltsje boppe dyn ammerke hingje. En ek dyn breiden mûtse, dyst hjir no wol ophingje kinst. Lit ris sjen oftst sa heech rikke kinst.’

‘Mem sei dat ik him drage moast om myn wylde hier teplak te hâlden.’

De juffrou lake. ‘Se hat fansels gelyk. Mar hjoed is it bûten aardich waarm, dat wêrom soest him hjir net ophingje? En as dyn hier te wyld wurdt, dan kinst it hjir foar de spegel altyd útkjimme.’

‘Ja, juffrou.’

‘No dan. Wolst nei bûten en dyn nije boartersmaten kennen leare?’

‘Moat dat?’

‘Nee.’ De juffrou glimke nei him sa’t syn mem die as se wat fan him woe. ‘Mar op ’t heden kin ik net mei dij boartsje, want ik ha it te drok. Kom mar.’ Se lei de hân op syn holle en troaide him nei bûten. De sinne skynde op har del. De knoepkes op de foarkant fan de griene jurk fan de juffrou skitteren dêrtroch as dauwe op it gers.

Der kaam in famke oandraven. ‘Juffrou, mei dat nije jonkje mei ús tikjeboartsje?’

‘Jawol. Free, toe mar, boartsje mar mei har. Dit is Alvina Horsberg. Dyn buorfamke.’ De juffrou joech him in leafdefol triuwke. Free draafde mei Alvina ûnder de beammen.

‘Kinsto wol tikjeboartsje?’ frege Alvina.

‘Fansels wol. Myn omke Sherm hat mij dat leard.’

‘Moai sa. Wij geane hjir bij it begjin stean. Bij dizze grutte beam ha we bekoar. En dêr bij it stek ek. Mar dêr tuskenyn kinne de bern dy’t “him” binne dij fange.’ Alvina hie eachjes as in wyt mûske. Se wie sa oerstjoer, se trille deroer. ‘No!’ rôp se. ‘Fluch! Se sjogge net.’ Se spatte fuort. Troch de wyn waaide har jurkje omheech.

Free sette doe ek útein. Syn nije skuon holpen him dêrbij. Guon fan de bern dy’t him wienen, seagen him gean. Se besochten him te fangen. Hij draafde as de wyn. Se koenen him net tikje. Hij fleach tsjin

it skoalstek oan en stuitere tebek. Hij griep it wer beet krekt foardat se him tikje koenen. Hee. Dat gong moai. Hij koe hurd drave. Dy bern dy't him wienen, koenen him net krije.

Guon bern skreauden 'Bangeskiter, ast net komst, krijst op dyn soademiter'. Iderien draafde wer, hymjend as in stoommasine. Al gau gong de juffrou mei in koperen skille op de stoepe stean. Dy gong fan A-kling A-klang. Lûd en dúdlik. A-kling A-klang.

Alle bern stoden de skoalle yn. Se wrotten de doar troch as bichjes dy't allegear tagelyk it bargehok yn prebearren te kommen.

'No no, bern toch.' De juffrou stie krekt achter de doar. 'Ien tagelyk, graach. In bytsje netsjes. As lytse dames en hearen.' Se koe aardich laitsje en tagelyk strang prate. Iderien marsjearde nei syn plak en gong sitten. Free gong ek nei syn bank. Syn sitplak wie glêd en paste goed. Hij tilde it lid op en seach derûnder. Der wie neat te sjen. It roek as in mûzenêst, mar dan swiet. De juffrou marsjearde nei de foarkant fan it lokaal. Se gong bij har tafel stean. Op it boerd achter har stie wat skreaun. 'Stil wêze, bern.' Se striek har griene jurk glêd oer har heupen. 'Wat in moaie sinnige dei ha wij toch foar ús earste skoaldei. In prachtich begjin fan it skoaljier.'

'Fierste moai,' grânzge in stim achtern. 'Ik wie leaver yn it lân oan it ploegjen.'

De juffrou hearde dat net graach, mar se glimke toch. 'Sa kin it wol wer, Tom Robson.' Guon fan de bern gnysken.

'Om de moarn goed te begjinnen sjonge wij no it folksliet. Sa't jim sjen kinne, ha ik de wurden fan it earste kûplet op it boerd skreaun. Foar wa't de wurden miskien net mear wit.' Se lake mei har brune eagen. 'Skande, as dat sa is.'

Alvina, dy't nêst Free yn de oare rige siet, stiek de hân omheech. 'Ik wit se noch wol, juffrou.'

'Dat is moai, Alvina,' glimke de juffrou. 'En no haw ik in aardige ferrassing. Dat ha jim miskien al fernommen. Ofrûne simmer hat ús skoalle in âld keameroargel oantúgd.' Se rûn nei de muorre bij Free en lei de hân op in oargel. It wie krekt sa'nien as dy fan mem. 'The Acme Queen.' De juffrou trape mei de foet op in pedaal en drukte in wite toets yn om in gelûdsje te meitsjen. 'Ik bin der wis fan dat we yn it kommand jier sjen sille dat ús sjongen no folle better wurdt.' Se gong op it krukje sitten en begûn op beide pedalen te traapjen. It âld oargel begûn te stinnen. 'Iderien graach stean. We geane altyd stean bij it sjongen fan it folksliet. Ut respekt foar ús flagge en ús lân.' De juffrou wiisde nei in read-wite flagge oan de muorre boppe it skoalboerd.

Knibbels stjitten tsjin de izeren sydkant fan de tafeltsjes en iderien gong oerein. Skuon skaafden oer de mei oalje ynwreaune flier.

De juffrou rekke de toetsen oan en begûn doe, mei in knikje om har allegear tagelyk begjinne te litten, te sjongen. ‘Oh, say, can you see by the dawn’s early light’. Bij it fyfde wurd wienen de measte learlingen oan it sjongen. Free seach dat se allegear de wurden op it boerd folgen. Hij koe de lytste wurden wol, mar dêr hie er gjin ferlet fan. Hij koe it liet al út de holle. Omke Sherm song dat wol gauris foar de grap. Free die mei. ‘What so proudly we hailed.’

De juffrou hearde him. Se knikte him even fluch ta. Doe die Free de holle achteroer en gong los as in lyster yn in beam. De juffrou spile lûder op it oargel. Iderien song lûder.

Foar de lêste rigel sykhelle Free even djip. Mei soarch stimde hij syn stim ôf op dy fan Alvina nêst him en hij raasde it út: ‘Our flag was still there yet.’ Ien lange ûneinige tel hearde Free himsels foar de hele skoalle solo ‘yett!’ sjongen – presys op it stuit dat de juffrou har hannen fan de toetsen loek. De skoalbern moasten dêr even koart en op in nuvere manier om gnize. De juffrou hold de hannen noch in tel boppe de toetsen en rôp doe fluch en lûd: ‘Trochgean, trochgean!’ en liet de fingers oer de folgjende toanen springe. ‘Oh, say, does that star-spangled banner stil wave ...’

Free fiede hoe’t syn wangen gloeiden. Doe’t se it liet út hienen, seagen de bern nei Free as hie er it yn de broek dien.

De juffrou gong oerein fan it oargelkrukje en lei Free de hân op ’e holle. ‘It is wol goed, Free, hear. We fersinne ús allegear wolris.’ Doe seach se de oare bern strang oan. ‘Free foege dat wurd “yet” der oan ta, omdat er as goed Amerikaans boarger der wis fan wêze woe dat jim wisten dat ús flagge der noch hieltyd echt wie. “Noch”.’

De lytsten holden har stil. Mar de âldere bern laken noch. De juffrou parte dêrnei de boeken om. Twa jonges holpen har. Free krige in boek dat foar it grutste part út plaatsjes bestie. De letters fan it ABC stienen derfoar. Hij koe dy al aardich goed. Hij fûn de bledsiden mei de kat en de hûn.

De juffrou frege de âldere bern om in gedicht mei har te lêzen. It gong oer in smid dy’t ûnder in beam oan it wurk wie. Hij like net op de smid yn Bonnie dy’t yn in tsjustere rikkerige smidte wurke. De smid yn it gedicht rôle de mouwen op en wosk syn earms, sadat se syn geweldige spieren sjen koenen, wylst de smid yn Bonnie smoarge swarte mouwen hie dy’t er noait oprôle. De oare bern moasten it gedicht út de holle leare.

De juffrou rjochte har doe al gau ta de earsteklassers. Se moasten it ABC yn har earste lesboekje opsykje. ‘Ik freegje mij ôf,’ sei de juffrou, ‘is der ien yn de earste klasse dy’t syn ABC al ken?’ Se seach nei de trije earsteklassers yn Free syn rige.

In famke achter Free stiek de hân op.

‘Catherine Haber? Kensto it? Lit ús ris hearre.’

Catherine begûn aardich goed, mar bij de O koe se net fierder. Se koe net betinke wat dêrnei kaam. Free glimke. Catherine wie hingjen bleaun bij it maklike part. It wie altyd maklik om it K-L-M-N-O-P deel te ûnthâlden. Nei TU wie it dreger.

‘Wa wit it wol?’

Free wifke. Soe er de hân opstekke?

De juffrou seach him rideljen. ‘Free?’ Free krige in kaam.

‘Kensto it fan it begjin ôf, Free?’

Free seach even fluch nei Alvina. Dy siet út de hoeken fan har mûze-eachjes nei him te sjen.

‘Toe mar, Free. Let mar net op de oaren.’

Free begûn. Hij sei de groepen ‘A-B-C; D-E-F-G; H-I-J; KL-M-N-O-P; Q-R-S’ op – sykhelle en wittend dat de letters dêrnei de dreechsten wienen om op te sizzen, smiet er dy der yn ien kear út: ‘T-U-V-W-X-Y-Z.’

‘Prachtich, Free. Wa hat dij leard om se sa op te sizzen?’

‘Muoike Karen, dy is ek skoaljuffrou.’

De juffrou tyspele mei in stikje kryt. Har fingerseinen wienen der wyt fan en op de heup fan har griene jurk siet in wite feeche. ‘Kinsto dy letters ek skriuwe, Free?’

Free skodholle fan nee.

‘Goed dan. We begjinne hjoed mei de letter A. Mei de grutte A en de lytse a. Kom ris bij it boerd, jimme trije, en dan prebearje we it mei ús allen.’

Om healwei alven ferklearre de juffrou dat it pauze wie. ‘Fyftjin minuten, bern. Omdraaie. Stean gean. No de lytsten yn de earste rige dêr, nei bûten. Ien foar ien. As lytse dames en hearen graach. Heel rêstich no.’

Free folge syn rige nei bûten. De sinne stie al heger oan de loft. Alvina frege him om wer te tikjeboartsjen. Free draafde en draafde, earst nei de beammen, dan it stek, dan wer werom. Gjinen like him fange te kinnen. It slagge him altyd om troch de rige fan de bern te dûken dy’t him wienen. It wie noch better as om in fûgeltsje te wêzen.

Tom Robson wie lilck dat er Free net fange koe. ‘Dat ferrekte jonkje fan Alfredson is krekt in wyld beest, sa hurd kin er drave.’

Al gau klonk de skille fan de juffrou. Se skreau in pear sommen op it boerd dy’t de achsteklaskers meitsje moasten. It wite kryt hie in te hurde punt en kraste. Free huvere. It wie as wannear’t syn mem de boaiem fan in stâlpanne útskrabe. De juffrou seach him yninoar krimpen. ‘Wat is der oan, Free?’

Free fielde hoe't iderien nei him seach. Hij sei neat.

De juffrou glimke sa't syn mem wol die. 'Hindert neat, Free. Dêr wurd ik ek wolris raar fan, hear. Sa no en dan sit der in kerreltsje sân yn it kryt. Even sjen oft we in sachter stikje fine kinne.' Se socht yn it krytbakje bij de kachel. 'Hjir is ien dy't sacht liket.' Se skreau der even mei. 'Ja, dat is better. Fynst ek net, Free?' Free knikte, hoopjend dat se no ophâlde soenen mei allegear nei him te sjen.

Nei in skoftke woe de juffrou witte oft ien fan de earsteklassers telle koe. Free koe wol in bytsje telle, mar hij woe de hân net opstekke. Hij wist noch dat Sherm him ferteld hie dat de juffrou him nei de achterste rige ferballe hie, omdat er altyd de hân omheechstiek. Free hold fan juffrou Vera Fenster en woe syn foarste bankje hâlde, om sa ticht bij har wêze te kinnen.

'Free?'

Free sei it wer yn groepkes op: '1-2-3-4; 5-6-7-8; 9-10; 11-12; 13-14-15; 16-17-18-19' Hij seach neitinkend nei it plafond.

'Do kinst al safier telle?' Free knikte.

'Witst ek al hoest dy sifers skriuwe moatst?' Free skodholle.

'No, as ik miskien in ferhaaltsje fertel oer elk fan dy getallen, dan helpt ús dat miskien.' De juffrou skreau de sifers op it boerd en fertelde wat oer elk fan har:

'1 is altyd o sa rjocht.

2 is krom.

3 is iepen.

4 is ticht.

5 is altyd moeilik.

6 is nooit moeilik.

7 hat mar ien poat

8 is dûbel.

9 is 6 op 'e kop.

0 is as in aai.'

Hee. Dat wie handich.

De juffrou fernaam de útdrukking op Free syn gesicht. Se glimke. 'No dan. Lit ús de ferhaaltsjes oer de sifers ris meielkoar opsizze.'

Se songen se fjouwer kear achterelkoar.

'Moai sa,' sei de juffrou. 'Kom ris bij it boerd mei jim trijen en dan sille we besykje om it earste sifer te skriuwen. Menear Ien.'

Om tolve oere liet de juffrou de klasse útgean foar it middeisskoft. Se paken allegear har itensammerkes doe't se nei bûten gongen. Se ferspraten har yn groepkes oer it skoalplein.

Free rûn nei in grouwe beam en gong dêr tsjinoan sitten. Al gau

kamen Alvina en Catherine bij him en gongen ek bij de beam sitten, ien oan elke kant. Free syn bôle smakke droech en kâld. De prommejam hie de bôle helendal read kleure. Dêrtroch moast er tinke oan in bluodderige lape om in tean hinne. De brune bôle mei sûker derop wie lykwols better.

Alvina sei tsjin Catherine: 'Ik wit wol wêromst net oan de folgjende P tinke koest.'

'Wêrom dan?'

'Spel *pig* ("baarch") achterstefoaren en sis der dan gau *funny* achteroan.'

Free sei: 'Se kin noch net iens gewoan spelle.'

'O ja, dat is wier ek,' sei Alvina. 'Goed, ik help dij wol. G.'

'G,' sei Catherine, wat mei tsjinsin.

'I.'

'I.'

'P.'

'P.'

'Funny.' 'Gee, I pee funny'. [Hee, ik pisje raar.]

Catherine krige in kaam en woe it net neisizze.

'Dat is in gemene streek,' sei Free.

'It is mar in grapke,' sei Alvina.

Catherine skamme har sa, se sloech de hannen foar it gesicht.

Peter Horsberg en Gladys Windmiller wienen de earsten dy't it iten ophienen. Se draafden nei it skoalgebou. Deun achter har oan kamen Paul Horsberg en Hesta Windmiller. Alle fjouwer setten se har itensammerkes wer yn de gong.

'Wêr geane jim sa hurd hinne?' rôp Alvina har nei. Peter flústere wat tsjin Gladys, en naam har doe oan har riem op sleptou om de skoalle hinne. Gladys hie smelle skonken, lykas Catherine.

Alvina sei mei de mûle fol iten: 'Se geane grif nei it koalehok. Sa't se thús dogge yn de nôtskuorre.' Se slokte fluch har lêste happen troch en gong oerein. 'Kom, sille we tikjeboartsje?'

Louise Horsberg seach ek wat Peter yn it sin hie. Doe't Paul en syn freondintsje Hesta achter Peter en Gladys oan begûnen te rinnen, kaam se oerein. Se wie hast like grut as de juffrou. Se rôp heel lûd: 'Peter, Paul, we wolle tikjeboartsje, draaf dus net fuort.'

Free begriep net wat der te rêden wie.

'O ferhip,' sei Peter. 'No, ik wol him yn elk gefal net wêze.'

'Ik wol him wol wêze,' sei Louise.

Tikjeboartsje wie wer heel moai. Foardat de juffrou skille, wie it Louise dy't Free tikke. Alvina, dy't him ek wurden wie, help om him te pakken te krijen. Alle trije foelen yn in bulte op it gers. Se moasten allegear laitsje.

Dy middeis deelde de juffrou wat papier en in stik as wat âlde ôfsliten krytsjes oan de earsteklassers út en sei dat se kleurje moasten. Op Free syn papier wienen in meagere hûn en in knyn úttekene. Se hienen gjin hier.

Hij kleure de hûn giel en de knyn blau en joech beide wat hier. De âldere bern hienen it mier oan har skoalwurk. Se sieten de hele middei te kreunen.

Om healwei fjouweren tikke de juffrou op har tafel foar oandacht. ‘No bern, ik wol dat jim goed harkje. We hawwe allegear ferlet fan wat ekstra spullen, dingen dy’t it skoalbestjoer ús net jaan koe. Ik ha op in papierke skreaun wêr’t jim ferlet fan hawwe.’ Se deelde de papierkes om. ‘As jim fan ’e jûn thúskomme, wolle jim dy dan oan jim mem jaan? Begrepen?’

Free stoppe syn papierke yn it boarstbûske fan syn overal en knope dat goed ticht om it mar net te ferliezen. De âldere bern tearden de papierkes iepen en liezen dy. Se seinen neat.

‘Goed dan. Omdraaie. Oerein. Mars. Oant moarn dan.’

Free pakte syn ammerke, sette syn breiden mûtse skean op de holle en begûn mei Alvina en Louise nei hûs te rinnen. Peter en Paul rûnen mei Gladys en Hesta nei de Windmillers. Doe’t se bij it paad fan Windmiller kamen, woenen Peter en Paul mei Gladys en Hesta mei om in skoftke yn it nôthok te boartsjen. Louise rôp har in warskôging achternei en soarge derfoar dat se fierder mei har oprûnen.

‘Goed dan,’ sei Paul. ‘Omdat ik, as ik thúskom, as earste de kij ophelje moat, gean ik hjirwei dwersuer it lân troch.’ Dat wie goed, sei Louise.

De oare fjouwer rûnen troch. Alvina mei Free en Louise mei Peter. Peter wie de hele dyk lâns dwers. Hij skopte hieltyd modder nei Louise. Hij sei dat se altyd syn wille mei Gladys bedoar. Hij sei dat it net earlik wie. Louise hie in heel soad wille as se soms mei Tom Robson boarte yn dy leechsteande pleats skean tsjinoer it skoalhûs, sa’t Adolph altyd mei Tessie Windmiller die.

‘Hâld dyn fret,’ sei Louise.

Doe’t se bij de dûker kamen bij de wynmole fan Horsberg, pakte Peter ynienen Free syn mûtse, sprong yn de sleat en smiet him yn de dûker ûnder de dyk.

‘Hee,’ rôp Free, ‘dat is in rotstreek.’

Peter liet syn toskjen sjen. ‘Ha ha.’ Hij hie lange toskjen, as in wolf. Free prebearre om Peter mei syn ammerke te slaan, mar sloech mis doe’t dy achterút sprong.

‘Hee do,’ sei Alvina, ‘slaan myn broer net, menear Free.’ Sij hie ek lange toskjen. It wie grappich, mar dat wie Free bij har noch net

opfallen. Hij seach oft Louise se ek hie. Louise seach him wat frjemd oan, en har mûle stie iepen, mar lange toskten hie se net.

Free sloech noch in kear mei syn itensammerke nei Peter. Alvina rôp in warskôging nei him, en sloech doe op Free yn mei har ammerke. Se miste syn holle en rekke him op it skouder.

‘Hâld no ris op,’ sei Louise.

Free gong op hannen en knibbels sitten en seach yn de dûker. It wie dêr binnenyn hast tsjuster. Hij koe syn blauswarte mûtse mar amper sjen. De dûker wie te nau om deryn te krûpen. Fan lilken begûn er te gûlen.

Louise rûn nei de oare ein fan de dûker en seach der ek yn. Free koe har gesicht sjen salang’t se mar net te ticht bij de iepening kaam. ‘Dy smoarge Peter,’ sei se. Se gong stean. ‘Peter, helje Free syn mûtse út dy dûker, en gau wat.’

‘Doch dat sels mar,’ sei Peter, liet syn toskten wer sjen en draafde nei hûs.

Alvina heakke har tommen yn har mûlshoeken en loek har toskten helendal bleat nei Free. ‘Dêr dan,’ sei se en draafde nei hûs achter Peter oan.

Free rôp: ‘No krij ik anst op myn hûd as ik thúskom.’

Louise sloech de earm om him hinne. ‘Stil mar. We betinke wol wat.’

Free treau har fuort. ‘Ik wit wol dat ik fan ’e moarn myn mûtse net nei skoalle drage moatten hie. Dat ha ik noch tsjin ús mem sein.’

‘Gjin soargen, Free. We betinke wol wat.’

‘Do moatst in stok sykje om him hjir út te heljen.’ Hij koe syn triennen op syn wangen opdroegjen fiele.

‘Wachtsje hjir mar even, dan helje ik in lange stok út ús beammantel.’

Free seach in wylgebeam yn wat moerasgers stean oan de oastkant fan de dyk. ‘Wacht. Ik wit wat.’ Hij kroep ûnder it stikeltrie troch. De wylch wie in âlde grouwe beam. Hij speurde tusken de tûken nei de meast gaadlike. De measte tûken wienen te dik. Se groeiden út de ûnderkant fan de beam as de blêden fan in artisjok. Op it lêst seach er ien. In tinne, hast deade tûke, en doe’t er deroan skuorde briek dy bij de stam skjûn ôf. Hij smiet him oer it stek en kroep him achternei ûnder it stek troch.

Louise krige de tûke op en briek de measte lytse tûkjes derôf. ‘Do bist aardich skrandere, Free. Dat besparret mij in loop hinne en wer nei hûs.’ Se gong plat op it liif lizzen en treau de tûke yn de dûker.

‘Kinst der bij?’

‘Hij is lang genôch, dat wol. Mar op de ien of oare manier ...’

Free gong oan de oare kant fan de dûker plat op it liif lizzen. Hij

seach hoe't Louise mei de tûke nei de mûtse angele. Mar de tûke wie te glêd om him te fêst te heakjen.

'Wacht. Ik wit wol hoe't er him fêstheakje kin.' Hij kaam oerein en rûn nei Louise har kant. 'Helje him der ris út.'

Louise loek de tûke werom en joech him oan Free. Dy bûgde foarsichtich de lêste pear sintimeter fan it útein om oant it knapte. Hoeden bûgde hij doe it brutsen stikje sa om dat it bûgde eintsje omheechstiek. 'Prebearje no noch in kear.'

Louise skode de tûke wer yn de dûker op en rikte sa fier't se koe. Se stiek him ûnder de mûtse. 'Sa.'

'Hast him?'

Se begûn him derút te lûken. 'Ja, ik ha him.' Se prate tsjin de grûn. Se like op in diaken dy't yn tsjerke in kollektestok hantearde. En dêr wie syn blauswarte mûtse. Louise stinde en kaam oerein. 'Ik sei al, we fine der wol wat op, Free.'

Free pakte syn mûtse beet. Der siet wat âld gers op en de swarte kwast siet wat ûnder de modder, mar hij hie him teminsten wer werom. Hij fage him wat ôf en sette him op.

'Wat seist no, Free?'

Free lake wat ûnwillich nei har. 'Do hast moaie toskên.'

'Ikke?'

'No, in moaie mûle dan.'

'O, Free, wat bist in nuver jonkje.' Se naam syn gesicht tusken har beide hannen en tute him. Se hie moaie folle lippen, lykas syn mem. 'Mar do bist ek leaf.'

Doe't Free yn 'e hûs kaam, siet syn heit in kop tee te drinken en syn mem siet in skuor te stopjen yn Everett syn overal. Free hie der muoite mei om as earste te groetsjen.

'No,' sei syn heit, 'do bist libben thúskommen, sjoch ik.'

'Hjir komt ús skoaljonge,' sei syn mem glimkjend. 'No, wat hast hjoed leard?'

Free helle it papierke foar it ljocht dat de juffrou him jûn hie en oerhandige it oan syn mem.

'Wat is dat?' sei Ada. Doe lies se it foar. 'Jim bern hat ferlet fan in doaze kleurkrytsjes en in laaike. Wyt kryt wurdt troch de skoalle ferskaft. Tankewol, Vera Fenster.'

Alfred sette syn kopke del. 'Wat? Krijst dy net fan de skoalle sels?'

Ada wie der ek net wis fan oft se dat wol lije mocht. Mar úteinlik sei se: 'No ja, krytsjes en in laai sille wol net sa djoer wêze.'

'Mar it is it prinsipe,' sei Alfred. 'In iepenbiere skoalle wurdt achte wat oars te wêzen as in tsjerkeskoalle.'

‘Free, lûk dyn âlde klean no mar oan foardatst heit helpst.’

‘Ja mem.’ Free wie der ek net wis fan oft er wol graach in laai hawwe woe. As der yn it kryt in sânkerreltsje siet, krekt as bij de juffrou dy moarns, dan soe er noch gek wurde fan dat gepiip. Mar in nije doaze kleurkrytsjes, dat wie wat oars. Hij seach it al foar him, glânzige splinternije krytsjes, mei skerpe puntsjes, allegear stiif nêstinoar yn har doaze. Ja, skoalle soe toch wol moai wêze.

Free ❁ 13

De folgjende earste fan maart sei de âlde George Bowman, de lânhearre, tsjin Alfred dat de jonge George de pleats ha woe yn pleats fan in winkel te driuwen, dat Alfred en Ada moasten wer ferhúzje. Gelokkich hie in sekere Haines in pleats foar har oare kant de dyk en wat tichter bij de skoalle.

‘We binne altyd oan it ferhúzjen,’ sei Ada. Fol walging seach se ta it keukensrút út. ‘Krekt no’t we it hûs netsjes opknapt hawwe, sa’t ik it ha wol, en ja hear, dan moatte we al wer ferhúzje.’

‘Ja,’ sei Alfred, ‘en ik moat altyd wer in nij gat dolle foar it húske. En dan net te ferjitten ek noch de stekken meitsje.’

‘Op in dei kinne we, hoopje ik, ferhúzje nei in eigen pleats.’ De sinne dûnse op har gouden hier. ‘As we dat mar ha koenen, mei in dochter derbij, no, dat soe grif einliks de himel op ierde wêze.’

Free frege: ‘Helpt omke John ús dan ek wer?’

‘Ja. En dyn omke Sherm komt ek. Mei beppe, dy’t mem helpe sil.’

‘Hoecht Sherm net nei skoalle?’

‘Nee. It is dêr maaiefakânsje.’

Hee. Sherm kaam ek. Jonge noch ta. Doe betocht Free wat oars. ‘Krijt mem wer in baby, dan?’

Alfred syn mûle foel iepen. Dy fan Ada ek.

Syn heit sei: ‘Hoe komst dêr no wer bij, jonge?’

‘No, elke kear as we ferhúzje, komt der in nije baby. En mem sei krekt dat se graach in dochter ha woe.’

Ada wist net oft se no glimkje moast of net.

Free sei: ‘No, yn elk gefal, miskien mei ik dan thús bliuwe as Sherm komt, heit, asjeblyft?’

‘Nee,’ sei Alfred, ‘en dat is myn lêste wurd.’

Free draaide him om nei syn mem. ‘Mei dat echt net?’

‘Hee,’ sei Alfred, ‘ik ha krekt nee sein.’

Free fiede dat syn mem wol wat it gefoel hie dat er mei Sherm boartsje koe. ‘Mem?’

Alfred syn eagen waarden skerp. ‘Nee! En no op bêd.’

Ada sei: ‘Boppedat, Free, do hast noch noait in les mist, en dat wolst toch sa hâlde?’

Free waard lilk. ‘Ik hâld net fan dy âld skoalle. Peter wol altyd rare dingen dwaan mei Gladys.’ Syn heit en mem seagen him, en doe elkoar, oan. Free beseftte dat er in fersin makke hie. Hij besleat de lippen stiif op elkoar te hâlden oer dy ûndogenske jonges fan Horsberg. Gjiniën soe him betraapje kinne op klikken.

‘Rare dingen, Free? Lykas?’ frege syn mem.

‘O niks. Hij pleaget har allinne mar.’

Syn heit die gjin lichten. ‘Hoe pleaget er har?’

Free ferklapte it hast. ‘Dat lege hûs tsjinoer de skoalle. Dêr geane de bern soms stikem hinne en strune dêr dan wat yn om.’

Ada sei: ‘Wat stiller wat better, Alfred.’

‘Ja,’ sei dy. ‘Dat leau ik ek.’

Free tocht: ‘Ik woe dat ik har ris betraapje koe om te sjen wat se dêr útheve.’

De oare moarns betiid kaam omke John it hiem op ratteljen op syn wein mei syn favorite fossen. It wie noch neare nacht. Hij en Alfred woenen it ferhúzjen yn ien dei oprêden ha. Beppe en Sherm wienen ek meikommen. Se stienen yn strie op de boaiem fan de wein om de fuotten waarm te hâlden. Alfred hie it wurk al berêden en Ada hie it brea-iten al klear – in bulte pankoeken en sjerp en bakte aaien.

Alfred en omke John holpen beppe fan de wein ôf. It wie krekt as laden se in tûne sâlt út. Beppe begûn wer te gûlen doe’t se har iennige beppesizzers seach. Har tuten wienen wieter as oait. Ada hie der even wurk mei om har del te bêdzjen.

Doe’t se hast mei it iten klear wienen, en waarm om de tafel sieten, sei Sherm: ‘Ik hie hope datsto ek maaiefakânsje ha soest, Free.’

‘Dat ha wij hjir net.’ Free wie hast yn triennen.

Omke John sei: ‘Dat is miskien mar goed ek. Sherm sil it fee nei it nije plak ferweidzje. Dat hij sil toch al net in soad tiid ha om mei dij te boartsjen.’

‘Ik kin him wol helpe,’ sei Free. ‘Ik kin goed mei kij omgean.’

Alfred plante syn grutte noas foar Free syn eagen. ‘Do bist in folhâlder, hê? Do bist noch slimmer as dyn stiifkoppige pake.’

Beppe waard lilk dêr’t se mei Albert op ’e skoat siet. ‘Sa stiifkoppich wie myn man Alfred net.’

Alfred draaide him nei har om. ‘Jo bliuwe hjir bûten, frommes. Ik hie it oer myn eigen heit.’ Beppe blaasde wat stoom ôf en kuolle wer wat ôf.

Ada sei: ‘No no, lit ús gjin wurden ha op de dei dat wij ferhúzje.’

Omke John wie it dêr mei iens: ‘Free, miskien binne we tsjin de tiid datst út skoalle komst al klear mei ferhúzjen. Dan kinst sa lang ast wolst mei Sherm op ûndersyk út op de nije pleats.’

‘Ja,’ sei Sherm, ‘miskien kinne we sels maiskolveoarloch boartsje op de heasolder.’

‘Sjochst no wol,’ sei Ada, ‘do silst toch noch in soad wille hawwe mei Sherm. Goed. Ik lês dizze deimeditaasje en dan kin Alfred it ôfslute en dan kin elk mei syn wurk begjinne.’

In healoare letter sette Free syn breiden mûtse op ’e holle en loek er syn duffel oan, stapte yn syn gaspskuon, pakte syn itensammerke, en gong op wei nei skoalle. Iderien rôp him wat nei, mar hij woe neat weromsizze.

De man dy’t de dyk ûnderhold hie de deis dêrfoar de spoaren sljochte. Kluten sa grou as aaien leinen lâns de kant. Free skopte bij it sjokken tsjin de gruttere kluten oan, en trape se útinoar as wienen it ûlefysten. Hij stoppe even bij de brievebus fan it nije hûs dêr’t se hinne ferhúzje soenen. Dat stie healwei in lange skeante. De skuorredoarren op it nije hiem stienen al iepen. En ek de skodoar fan de nôtskuorre. Hij woe wol dat hij en Sherm fuortdaalk it nije hiem ferkenne koenen.

Doe’t er op it heechste punt kaam, seach er achterom. Syn heit en omke John kamen krekt út de Bowmanleane wei mei in weinfol glimmende meubels. Hij seach noch even langer, oant er gewaar waard dat syn heit de fûst nei him opstiek dat er trochstappe moast nei skoalle. Doe rûn er fluch troch.

Free hold stil bij de brievebussen op de hoeke. De kant útsjend nei de pleats fan Horsberg, seach er Louise en Peter, en Alvina en Paul krekt út ’e hûs stappen. Hij dûkte gau wei yn de sleat achter de brievebussen. As se him seagen, soenen se op him wachtsje. Hij hope noch altyd dat er op de iene of oare manier thúsbluwe koe om mei Sherm te boartsjen. Oer it hege gers hinne seach er dat Louise syn kant útstoarre om te sjen oft er der al oankaam. Louise mocht him noch altyd graach lije en wachte him op as se him oankommen seach. Peter en Alvina en Paul koe it fansels gjin bliksem skele oft er der oankaam of net.

Hij bleau sitten en wachte oant de bern fan Horsberg út it sicht wienen achter de rige beammen bij it stek fan Windmiller. Hij wist dat er, as er noch langer wachte, te let op skoalle komme soe, en dan soe er foar it earst te let komme. Slimmer noch, as er de hele dei skoaltsjeskûle, dan makke de juffrou dêr in oantekening fan. Se koe sels de skoalynspekteur op him ôfstjoere. De sinne kaam op. It waard noflik yn it hege deade gers ûnder de brievebussen. It wie it plak dêr’t de dykman it gers fanwege de pealtsjes net meane koe mei syn masine.

Alde klapproazen leinen dûbelteard ûnder Horsberg syn brievebus. Hij pakte in pear fan de kantsjes en kôge derop. Se smakken nei sterke tee.

It wie dreech wurk om derop te wachtsjen dat de dei opskeat en foarbijgong. Hij pakte noch in kantsje en biet deryn. Sherm wie no grif al klear mei it ferweidzjen fan de kij en de hynders. Hij klom oerein en rûn werom bij de skeante op. Op it heechste punt sakke er yn de hoksen en kipe der hoeden oerhinne.

Ja. Dêr wie Sherm. Hij dreau krekt de kij it paad op nei de nije pleats. Syn mem stie mei de rêch nei Free ta ek mei de earms te swaaien. Se holp Sherm de lêste pear keallen it paad op te stjoeren. En dêr, fierder op de dyk, kamen heit en omke John oan yn har wein, mei beppe dy't de baby fêsthoud en Everett dy't oer de râne mike om te sjen hoe't ien en oar tagong. Dy trof it mar. Sherm en mem dreauwen it fee it hiem op en dienen de hikke ticht. De kij balten om har bewende stâl. De hynders stampen yn de rûnte op it nije hiem. Soms fleagen har sturten omheech as fuotsikers op de fjirde july. Mem en Sherm rûnen werom nei it hûs en kamen dêr oan krekt doe't heit en omke John beppe út de wein holpen. Se gongen allegear it nije hûs yn. Al gau kaam der wat riik út de keukensskoarstien. Everett seach it earst hoe't it nije hûs der fan binnen útseach.

Heit en omke John kamen wer nei bûten. Se fagen de mûle ôf. Dan hienen se kofje en cake hân. Se klommen op de wein en rattelen fuort nei de pleats fan Bowman om noch wat mear spullen te heljen. Sherm koe de rest fan de dei boartsje. It wie net earlik. Free kroep troch it stek in âld maisfjild yn en keas in rige út dy't rjocht lâns de maisskuorre bij it hûs rûn. Hij kroep wer troch in stek en slûpte achter de maisskuorre, wylst er der wol foar soarge dat gjinien him út it keukensrút wei sjen koe.

Krekt op 'e tiid. Hij hearde ien út 'e hûs kommen en oer it paad rinnen en de skuorre yngean. Der siet in gat achter yn de skuorre. De rânen dêrfan wienen wat skroeid. Dêr hie de útlaatpijp fan de benzinemotor sitten. Hij sette syn itensammerke del, liet himsels op 'e knibbels sakje en kipe der trochhinne.

Oan de oare kant fan de skuorre skynde de sinne as in gouden lampe troch de iepen doar. Hij seach iderien dêr heel dúdlik. Syn mem skepte kolven yn in koer. Har waskmachine stie der al en tichtbij stie de rjemmeskieder fan syn heit. Hij moast wat leven makke hawwe, want syn mem seach om har hinne. Se ûntdiek fuort in each bij it útlaatgat. Se waard kjel. 'Free!' Hij gong stadich in bytsje achterút.

'O jonkje, ik sjoch dij dêr wol, hear. Hoe soe ik dy blauwe eagen fan dij net werkenne.' Se skodholle. 'Kinst dij hjir mar better net

betraapje litte troch heit as er mei de folgjende lading weromkomt. Hij hat de hele moarn al tsjin himsels rûn te mompeljen oer dij.'

Free gong noch wat mear achterút.

'Skoaltsjeskûlje, foei! En noch wol in soan fan mij. Ik hie noait tocht datst soks útheve soest.' Se die wer krekt as hie se der sels net sa'n probleem fan makke as er thúsbleaun wie om mei Sherm te boartsjen. Mar regels wienen regels. 'Watsto ferjitst, jonkje, is dat der op dyn rapportkaart hjoed komme sil te stean datst der net wiest en dat jim heit dat sjen sil.'

Free pakte syn itensammerke en sloep it maisfjild wer yn. Treurich sjokte er deselde rige troch dêr't er earder lânskommen wie. Hijwie krekt oer it heechste punt hinne doe't er syn heit en omke John wer weromratteljjen hearde fan de Bowmanpleats. Syn heit hie him op in hier nei mist.

Doe't er bij de brievebussen kaam, waard er wer stiifkoppich. Hij hie de smoar yn oer it idee dat er it wol ferjitte koe om dy deis mei Sherm te boartsjen. It wie net earlik. Hij gong yn it gers sitten. Boppedat, wat er no ek die, hij hie no toch al in probleem.

Hij hie honger. Hij iepene syn itensammerke en kipe deryn. Hee. Mem hie in spesjale lunsj foar him makke. Snijd kowefleis mei moster. Brune bôle mei in soad bûter en brune sûker. En in grouwe reade appel. Hij besleat dat it gjin kwea koe om wat fan de bôle te iten. Hij begûn mei de bôle mei it snijde fleis en de moster. Ien kant fan de bôle siet in soad bûter op en doe't syn tonge dêr tsjinoan kaam – oe, lekker!

Der klonk gerattel op de dyk, en doe't er opseach, wie er ferbaasd har post, Slim Lehr, nei him tariden te sjen en te stopjen bij de earste brievebus. Slim Lehr hie ien fan dy nije Model T-Fordsjes en hij siet oan de ferkearde kant, sadat er de post yn de bussen smite koe. Hij seach Free even oan en gong doe troch mei de fjouwer glânzgjende brievebussen te fullen, dy fan Horsberg, Johnson, Windmiller en Stoefens. Doe't er dêr klear mei wie, seach er op Free del. 'Hoechst hjoed net nei skoalle ta, jonkje?'

Free siet mei de mûle fol snijd fleis en moster.

'Bisto net ien fan Alfredson?'

Free kôge ien kear.

'No ja, ast net prate wolst, dat sjakt mij ek neat.' Hij trape it gas yn en rôle fierder.

De bôle mei fleis makke him pas echt hongereich. Hij seach omheech nei de sinne. It wie no hast middei. Teminsten hast, dat it koe gjin kwea om noch wat te iten. Hij briek de brune bôle midstwa en iet derfan. Brune sûkerkrommels rûgelen oer de foarkant fan syn duffeltsje. Doe't er syn heale stik bôle ophie, fage er syn jas ôf.

De telefoantried boppe him gûnze. Dat wie dizze moarn wol heel lûd. Hij hearde it boppe alles út. Hij frege him ôf wat der sein waard. Uteinlik, nijsgjirrich, rûn er derhinne en hold syn ear tsjin de telefoanpeal op de hoeke. Jonge. Dy trie klonk wol heel lûd troch de peal hinne. Mar hij hearde gjin stimmen. Allinne mar de muzyk fan it gûnzjen, stadich op en del, as de weagen op in heel brede fiver. Hij rûn werom nei syn plakje yn it gers ûnder de brievebussen.

Der kamen fuotstappen oer de grintdyk op him ta. Hij seach op. It wie frou Horsberg dy't har post ophelle. Se hie tearen om 'e mûle en har eagen wienen as fan in dominy. Se hie it hier yn in sipeltsje boppe op 'e holle stutsen, sadat har holle op in grutte grize koal like. Frou Horsberg droech in lange grize skelk en se hie de hannen yn de skelksbûsen.

'Moatsto net op skoalle wêze, jonge?' Free koe har net rjocht oansjen bliuwe.

'Hast dij sear dien datst net fierder rinne kinst?'

Free woe wol dat se har mei har eigen saken bemuoide. Har post ophelle en nei hûs ta gong. As Sherm dêr west hie, dan hie dy wol witten wat er tsjin har sizze moast. Frou Horsberg stoarre noch even strang nei him. Doe pakte se har post en rûn nei hûs. Twa kear seach se achterom.

Hij seach nei it heale stik bôle dat der noch oer wie. It hie gjin doel om de rest fan it middeisiten foar letter te bewarjen. Hij iet syn ammerke leech.

Hij hie krekt it klokhûs fan de appel fuortsmitten en it lid wer op syn itensammerke treaun, doe't er ratteljende weintsjillen fan de oare kant fan de heuvel nei him ta kommen hearde. It klonk as it lûd fan de wein fan omke John. Dy kaam ôfgrysluk fluch op him ta. Doe seach er stof, doe twa hynstekoppen, doe twa minskehollen oer it heechste punt hinne kommen. Jawol, it wienen omke John syn dravers. En se fjouweren as wylden. De wein slingere fan de iene kant nei de oare, sa hurd ried er. De tsjillen kamen yn de spoaren fan de dyk en stuiteren hinne en wer. Syn heit mende en swypke mei de úteinen fan de learen linen op de dravers om, sa hurd dat se fûl op de kûnt fan de hynders kletsten. Se wienen bij Free foardat er bewege koe.

'Ho!' balte syn heit wylst er oan de leien raamde. It span fossen stegere mei de giseljende poaten omheech. It stof fleach alle kanten út. Syn heit rikte ergens nei, sprong fan de wein ôf en kaam mei grutte stappen rjocht op him ôf. Hij swypke ergens mei achter syn rêch. In swarte hynsteswipe. Dy sloech hinne en wer as de sturt fan in lilke kat. 'Dat do tochtst datst hjoed skoaltsjeskûlje koest, h'n?'

Free rebearre oerein te kommen, mar koe dat net.

‘Tochtst datst dij oan dizze kant fan de heuvel ferskûlje koest dêr’t ik dij net sjen koe, h’n?’

‘Mar heit –’

‘Mar do fergeatst dat der oan dizze kant fan de heuvel ek minsken wenje, h’n? En do fergeatst dat it nije hûs telefoan hat, h’n?’

Sa hie heit dat dus útfûn. Dy smoarge frou Horsberg.

‘Kom oerein fan dat skûlplakje fan dij en draaf nei skoalle ta. No! Do lytse smearlap. Mars. Hup. Rinne.’

Free besocht opnij oerein te kommen, mar koe it net. Syn achterwurk tûkere al op it plak dêr’t aanst direkt de swipe him reitsje soe.

‘M-mar h-heit –’

‘Fuort dol!’ Syn heit syn hân kaam achter syn rêch wei mei de swipe. Hij rekke Free op it skouder.

‘Au!’ raasde Free. Al wie it minder slim troch de tsjokke duffel.

‘Alfred, yn godsnamme, man,’ rôp omke John fan de wein ôf. ‘Dêr giest wol heel fier.’ Hij pakte de linen dy’t Alfred falle litten hie.

Alfred draaide him mei in ruk om nei omke John. ‘Dit is myn bern, dinent net. Ferdomme, hâld dij derbûten ast ferstandich bist.’ Omke John koe neat oars dwaan as de skouders oplûke. Hij seach Free mei in treurich gesicht oan.

Sherm siet ek op de wein. Free hie him noch net opmurken. ‘Alfred, do witst watst dochst, hoopje ik? Do joust dyn eigen fleis en bloed mei de swipe.’

Alfred wie sa lilke doe’t er Sherm sa praten hearde, dat er in sprong naam en mei in plof delkaam.

‘Aaarr!’

Free beseft dat er mar better de hakken opnimme koe, of oars krige er der noch slimmer fan lâns. Hij draaide him op hannen en knibbels om, en gong gau bûten it berik fan dy swipe stean. Hij frege him ôf oft er hurder as syn heit drave koe.

‘Kom werom en nim dyn ammerke mei.’

‘Dat is leech. Ik kin it jûn op de weromreis wol meinimme.’

‘Kom werom en nim it mei.’

Free moast wol. Hij stapte derhinne en pakte syn itensammerke. Hij hold syn triljende kûntsje goed fan syn heit ôfkeard.

‘Meitsje datst fuortkomst, Free!’ raasde Sherm. Free die in pear beevjende stappen rjochting de skoalle – en sette it doe ynienen op in draven. It geskreau fan Sherm makke syn heit wer poer. Fjouwer lange stappen en hij wie bij Free en joech him in feech oer de kûnt.

Free jankte as in oansketten hûn. ‘Au!’ Hij begûn drafkjend as in knyntsje te hippen. Syn leech ammerke stjitte tsjin syn skonk. ‘Au!’

‘Dat do bist net nei skoalle gongen, ek al hie ik dij fan ’e moarn noch warskôge, of net soms, h’n?’ Ffft gûnze de swipe wer.

‘Au!’

‘No, bij God, nei hjoed sil dêr absolút noait mear sprake fan wêze.’ De swipe gûnze wer fan ffft.

Free draafde foar syn libben. It knopke op de swipe brânde noch fûler op syn achterst as dy beferzen pompswingel op de Bowmanpleats dy’t syn tonge brând hie. Hij gûlde. Hij draafde. Hij gûlde sa slim dat syn snikken ûnder út syn longen kamen as wie it koarjen.

Alfred hold pas op doe’t Free al oer de dûker hinne wie, deselde as dêr’t Peter doe syn mûtse yn smiten hie. Hij draafde en draafde. Hij krukke sa fluch as er mar koe bij de heuvel op. Syn heit seach him noch in skoft achternei, kearde him úteinlik om en rûn werom nei de wein.

De hele wei nei skoalle ta moast er snikke.

De bern wienen allegear bûten op it plein oan it boartsjen. It wie it middeisskoft. De juffrou seach him oankommen en fernaam dat der wat te rêden wie. Se die de doar iepen. Hij gong rjocht op syn bankje ôf. Syn achterst brânde, mar hij gong der toch op sitten.

De juffrou sei in skoftlang neat.

Hij woe har net oansjen. Hij skokte de hele tiid fan fûle snikken.

De juffrou gong al gau nei him ta en gong op it bankje nêst him sitten. ‘Wolst dyn iten net mei de oare bern bûtendoar opite, Free?’

Hij koe net prate. Hij skodde mei it ammerke om sjen te litten dat it al leech wie. Stadichoan gongen syn swiere snikken oer yn lytse droege snikjes.

‘Doch dyn mûtse dan mar ôf en lûk dyn jas en skuon mar út dan, Free, en set alles mar yn de gong. En dyn ammerke ek mar.’

Hij die swijend wat se sei en skufele doe wer it lokaal yn.

De juffrou stoarre nei de achterkant fan syn overal. ‘Bloed,’ flústere se. ‘Do earme siel. Wat is der gebeurd? Mei ik it witte?’

‘Heit hat mij mei de swipe slein.’

‘Dat mienst toch net?’

‘Heit hat mij mei de swipe slein.’

‘Mar wêrom dan?’

‘Omdat ik thúsbluwe woe om mei Sherm te boartsjen. Sherm út beppe har stêd en dêr ha lytse bern fakânsje.’ Free begûn wer te gûlen, helendal út it ûnderste fan de longen wei. ‘En dat is net earlik, juffrou.’

‘O Free, jonkje toch.’

De juffrou brûkte de skille dy middeis net. Se wachte oant Free opholden wie mei gûlen.

Free fûn de juffrou leaf.
De hele middei skokte syn lichem noch fan dûbele snikken, as hie er de hik.

Alfred *14

Alfred klom wer op de wein. Hij rikte nei de leien. ‘Hjir, ik ryd nei hûs.’

‘Dat binne myn hynders,’ sei John. ‘Dy kin ik, leau ik, noch altyd sels wol menne.’

Alfred seach him even skerp oan. Dy John koe ek in hurdenien wêze. ‘Bêst. Doch mar.’

Se rieden yn stilte mei har trijen it hiem op. Alfred en John sloegen tegearre de hynders út en namen se mei de skuorre yn. Sherm gong har foar om se te fuorjen en naam dêr de tiid foar. De stilte duorre doe’t se de keuken ynrûnen en de hannen wosken. Alfred syn noas wie noch sa opset fan lilken dat er net iens opmurk dat se dy middeis syn favorite iten krigen, bakte woarst.

‘Wat is der gebeurd?’ frege Ada. Se wie dwaande wat smoargens op te feien fan it ferhúzjen, dat se teminsten yn ien skjin hoekje fan de keuken sitte koenen.

‘Neat,’ sei Alfred. De spegel wie noch net ophongen, dat hij moast by it hierkijmen riede wêr’t de skieding siet.

‘Is dat sa, John?’

John ferburch syn gesicht yn wetter en sjippebûlen.

‘Hee, wat wie der te rêden?’

Alfred gong mei in plof oan it haad fan de tafel sitten.

Sherm leunde tsjin de doarpost, wylst er op syn beurt wachte om de hannen te wasken. ‘No,’ sei er, ‘as jim twa âldere healwizelingen net prate wolle, dan kin ik dat miskien mar better dwaan. Ada, dyn man hat dyn bern dêr op de dyk mei de swipe omseame.’

‘Wat?’ rôp Ada.

Beppe hie yn de wenkeamer stien te harkjen, dêr’t se op de baby paste en derfoar soarge hie dat Everett de oaren net foar de fuotten rûn. Se skeat kreakjend oerein en stoomde de keuken yn. ‘Hear ik dat goed, datst dyn eigen jonge mei de swipe slein hast?’

‘Ja, dat haw ik,’ sei Alfred neutraal. ‘Ik ha him de hele dyk lâns oan de dûker bij Horsberg ta op ’e hûd jûn. En as er oait wer skoaltsjeskûlet, dan stamp ik him de grûn yn as it moat, om te soargjen dat er goed oppast.’

Sherm stoarre Alfred rjocht yn de eagen. ‘Ja, ik ha heard datsto

dyn bern, as dy ek mar in bytsje ûndogensk binne, graach tsjin de kûnt trapest, as wienen it fuotballen.’

Beppe swolde noch mear op. ‘Wat! Skopt er myn beppesizzers yn de kloaten?’

‘It binne myn bern en net dy fan jo,’ sei Alfred.

Beppe seach omheech nei God yn de himel. ‘Wêrom makkest myn beppesizzer no dan mar net gewoan dea? Om fan him ôf te wêzen?’

Alfred sei spotsk: ‘Sa’t jo dien hawwe mei de heit fan Ada troch him kanker te besoargjen?’

Beppe die in pear stappen yn de rjochting fan Alfred as woe se him mei har fleizige fûsten in reis ferkeapje.

Ut syn stoel wei reage Alfred har mei de earm achterút tsjin de kachel oan. Se stuitere werom fan de waarme nikkelen stange om de kachel hinne. Se wie poer en kaam wer mei in triljende opheve finger op him ôf. ‘O, do grutte dappere keardel. Machtich moai foar dij, net, om sa sterk as in reus te wêzen, hè?’ Der snjitte in switdrip fan de punt fan har noas. ‘Mar ik sil dij ris wat sizze. It is it wurk fan in kweade tiran, as kracht brûkt wurdt om lytsen as dyn eigen soan plat te wâdzjen. Dat earne jonkje.’

John wie klear mei hierkjimmen. Hij stapte gau tusken Alfred en beppe yn. It slagge him om it iroanise glimke fan de fredestichter ergens wei te tsjoenen. ‘Witte jim, meastal bin ik poerbenaud as jim sa tsjininoar oer stean te balten ... behalve dat ik no op dit stuit mear yn noed sit oer wat in bêste freon fan mij no wol net tinke mei.’

‘Watfoar freon dan,’ woe beppe witte, even fan ’t sjapiter brocht.

‘Freon Lintwjirm. Hij hat mij krekt ferteld dat er in gat troch de ûnderkant fan myn mage frette sil, as ik net opsjit en foar him yt.’

Gjinien lake dêr om, mar it bekuolle de boel wol wat.

Ada sette de biezem fuort. ‘No, miskien binne we allegear wol wat fan ’t sjapiter en wurch fan al dat swiere wurk.’

Sherm wie doe ek klear mei hannewaskjen. Hij gong tsjinoer Alfred sitten. Dy plante de earntakken op tafel. ‘Wêr binne de bern?’

‘Ik ha de baby yn ’e sliep widze,’ sei beppe koartôf.

‘En Everett?’

Ada rôp nei de oare keamer: ‘Everett? It iten is klear.’

Everett kaam der mei in sydlingse blik nei iderien yn, ûnwis oft it wol feilich wie om te kommen. Hij kladdere op syn stoel.

‘No dan,’ sei Alfred. Mei de eagen ticht en de hannen gear foar syn gesicht, frege er de segen. Hij wie wol sa skrandere dat er dêr in pear opmerkingen bij ynlaske oer de besite en wêrom’t se dêr wienen. ‘En segenje al ús dierberen, wêr’t se ek mar wêze meie, dy’t ús nei en djoer binne, sawol thús as yn fiere lannen. Dat freegje wij yn Jezus’ namme. Amen.’

Doe't beppe de eagen iepene, snúfde se heechhartich. 'Ik ha in fraach foar it haad fan dit hûs.'

'Kom mar op,' sei Alfred.

'Ik hoopje, doesto niis yn dyn gebed God fregest "En segenje al ús dierberen, wêr't se ek mar wêze meie", datst dêr ek dyn soan mei bedoeldest dy't oardel myl hjirwei mei in brutsen hart op skoalle sit?'

'Mem!' rôp John út. 'Hearken, mem mei toch wol o sa graach rúzje meitsje, fyn ik. Altyd wer.'

'Ik hâld net fan rúzjemeitsjen,' snibbe beppe, 'mar ik wol wol graach dingen beprate kinne.'

'Mem, sa't mem de dingen bepraat is suver altyd itselde as rúzjemeitsjen,' sei Ada mei in fleurige laits.

Alfred moast doe ek wat glimkje. 'Mem, as ik as haad fan dit hûs bid, bid ik foar iderien, myn frou, myn soan, jo, myn besite. En no, mem, en dat wol ik der ek graach bij sizze, it feit dat jo hjir binne hat ús o sa holpen. Dêr binne wij heel bliid mei.'

John seach Alfred even wurdearjend oan. 'No dan, no't dat dan út 'e wei is, kinne myn maat Lintwjirm en ik miskien begjinne te iten.'

De brúnbakte woarsten út in blikje mei in koarstke hienen noch noait sa goed smakke. Under iten beprakkesearre Alfred ien foar ien syn gedachten.

... De lêste tiid wie alles net gien sa't it moast. Syn beide broers, Abbott en Richard, wienen oproppen om te helpen de Dútse keizer te ferslaan, en troch de manier wêrop't soldaten sneuvelen yn Frankryk, soenen se beide foar it ein fan de oarloch wolris sneuvelje kinne. Heit Alfredson hie sa lil west, doe't Amearika oan de oarloch mei begûn te dwaan om te helpen dy kloaten fan ferdomde Ingelsen te rêden, dat er wegere hie om syn soannen nei de trein te bringen, en yn de stêd oankundige hie dat, as syn twa jonges mei ferlof thúskamen, hij se net yn syn hûs talitte soe as sij har unifoarm droegen. Wat der koart dêrnei gebeurd wie, hie in grutte opskuor jûn. Ien hie berekkene dat Peter Hooks, heit Alfredson syn buorman, mear iten kocht as dat hij en syn frou mooglikerwize ite koenen, sels mear as hamsterjen ferklearje koe, en hij hie dat oanjûn bij de sheriff. En ja hear, boppe op de flierring hie de sheriff de soan, John Hooks, fûn dêr't er ûnderdûkt wie foar de tsjinstplicht, sa grou as in tyk. De âlde Peter Hooks hie yn syn hûs in soarte fan liftsje boud, dêr't se John syn iten elke dei mei optakelje koenen en ek syn behoefte mei nei ûnderen helje koenen. De hele stêd hie op ien ein stien oer dy ûntdekking en guon fan de jonge ûnrêststokers, noch net âld genôch om sels mei te fjochtsjen, hienen it hûs fan de âlde Hooks giel ferve.

Heit Alfredson hie nei de oerstjoer âljende jonge knapen mei har

flamjende toartsen en har giele fervekwasten stien te sjen, en doe't se dêrnei op syn hiem ôfstapten om ek syn hûs giel te fervjen, wie er op de stoepe stean gien, wapene mei syn revolver, en hie er dy op ien fan de flamjende toartsen rjochte dy't se droegen en dêrmei sketten, sizzend: 'De earste dy't troch it stek rint krijt him yn syn nêle!' Dat hie har wol ôfdrosse litten, mar it skandaal rekke yn de hele stêd bekend. It wie foar Alfred dy maityds fan 1918 net sa noflik om te hearren dat de lju syn heit berabben as moffefreon.

En dan Ada sels, dat sloof, dat yn oktober al wer in bern ferwachte, wylst lytse Albert noch mar amper fan it boarst ôf wie en sij altyd nei it plak griep dêr't har hart siet. En it slimste wie noch dat Ada him nachts net mear gerive woe, sa't se soms wol dien hie de earste moannen dat se de oare jonges droegen hie. Hij en Ada koenen almeast oerdei skoan opsjitte, mar as de sinne ûnder wie, tsjin bedtiid, waard se sa stil en strang tsjin him as in toar âld dominy, en dat makke him dan fansels ek wer sa koartkearich as in opsletten bolle. En no hienen se alwer ferhúzje moatten.

'Alfred?'

'Ja?'

'Ik nim oan dat de grûn noch te hurd beferzen is om it húske te ferpleatsen?'

Dêr hienen jo it al wer. Wurk, wurk. Woest snijde er syn woarst oan tsien reade dollars. It slagge him mar amper om syn kalmte te bewarjen. 'Leave, ik sil dat nije húskegat útgrave sa gau't ik dat kin. Al snap ik absolút net wêrom't dy âlde Haines, de timmerman, foar dit stee in trijegatshúske timmerje litten hat. Krekt as wie it syn bedoeling dat syn hierders dêr brassbandkonserten yn jaan soenen, sa rom is it. Dêr is in gat yn 'e grûn foar noadich dat twa kear sa breed is as op de pleats fan Bowman. Mem en bern tegearre op it húske om it bern te learen is ien ding, in grut gat en in lyts gat, mar trije, mei in heel grut gat, in midsmjittich gat en in lyts gat ... wêr is dat allegear goed foar?'

John sei mei in stielen gesicht: 'No, Alfred, do witst wat se sizze, op de hele wrâld binne der gjin twa kûnten gelyk, en trije gatten fan ferskillende ôfmjittingen, dat jout teminsten in man de mooglikheid it plak te kiezen dat him it bêst past.'

'In man kin like maklik op ien fan twa sitte,' sei Alfred. 'Ik wol. Ja, ik kin sels wol op it lytste gat sitte, as it moat.'

'No, ikke net,' sei beppe.

Op de gesichten fan har twa soannen, John en Sherm, stie in wûnderlike ferbjustering te lêzen. Fuort dêrnei barsten se yn laitsjen út. Beppe noch Ada fûn dat o sa grappich.

Se sleaten it iten ôf mei in troch Ada lêzen stik út Job, en in tanksizzing fan Alfred. En doe gong elk wer hurd oan it wurk.

It wie trije oere doe't de manlju de lêste lading oerbrocht hienen. Nei in fluch bakje kofje en in stik bôle mei bûter en jam sette John op hûs oan.

Alfred seach Free net thúskommen. Hij hie it te drok hân om alles yn syn skuorre op regel te bringen. Mar om fiif oere hinne seach er de jonge de aaien fandeljen út it hinnehok en in skoftke letter mei Sherm de kolven opheljen. Alfred fiede him skuldich oer it pak op 'e hûd dat er de jonge jûn hie. Hij hie him yn lilken mei de swipe slein, en dat wie ferkeard. Mar fergemy noch ta, de jonge moast leare dat de measte tiid it wurk foargong, net it plezier.

Doe't it tsjuster waard helle Alfred de lampe út de stoepe. Hij skodde deroan om te sjen hoevolle peteroalje der noch yn siet. It klotskjen binnenyn joech oan dat der noch genôch ynsiet foar dy jûns. Hij skode it glês mei de tomme omheech, stiek de kous oan, en liet it glês hoeden sakje. Weromgeand nei de skuorre en mei de molkekanne en melkamer yn de oare hân seach er hoe't de skaden fan syn skonken as de skonken fan in reus mei in skjirrebeweging op de beammantel foelen. Krekt doe't er de skuorre yngaan woe, seach er achter him nei it hûs. Yn de keuken wie de lampe oan, dat it rût op it westen der waarm fan opljochte. Hij seach Ada foar it ljocht lâns gean nei de bijkeuken ûnder de trep. Syn hart sloech him fûl yn it boarst. Mei de brânende lantearne yn de hân en de lampe yn de keuken wie it as hienen se al jierren op de nije pleats wenne. 'Op in dei moatte wij in eigen pleats hawwe. Sûnder skulden.'

Hij hong de lantearne oan in heak boppe de fjouwer kij. Hij pakte syn tuolle, gong mei de melkamer tusken de knibbels ûnder Belle sitten en kniep yn de oeren. Nei in skoftke flijde er de holle yn de holte tusken har achterpoat en liif. De muskusrook yn har reade facht wie treastryk. It melken en it ôfrjemjen koste him in healoare.

Doe't er yn 'e hûs kaam, wie er bliid om Free boartsjen te sjen ûnder de tafel mei Sherm en Everett. Free syn laitsjen wie like fleurich en suver as altyd. Moai. Hij woe de leafde fan dat lytse baaske net kwytrettsje. Se soenen freonen bliuwe moatte as se yn de takomst grutte dingen dwaan woenen.

'Iten klear?' frege er mei in glim.

'Sawat.'

Under de tafel wei seach Free him oan. Earst wat skrutel; doe, sjend dat er glimke, lake er him breedút oan. Nei it jûnsiten stoppe Alfred syn piip, sette de fuotten op de bak mei branje nêst de kachel en frege Free om in lûsjefer.

Free drafke nei it doaske dat boppe de kachel hong en loek der in lúsjefer út.

‘Mei ik him oanstekke, heit?’

‘Jawis wol. Mar net oanstrike op it kachelslid dêr, want dan wankt der wat fan de frou fan dit hûs.’

‘Heit, hoe docht heit dat op heit syn bokse?’ Free besocht de blaureade punt fan de lúsjefer oer syn optilde skonk te striken. Dat wurke net.

‘Moatst de bokse strak hâlde, jonge. Sa.’ Alfred pakte de lúsjefer, die de knibbel omheech oant syn overal strak stie fan heup oan knibbels ta, en helle de lúsjefer der yn in floeiende beweging bijlâns. De lúsjefer flamme op.

Free lake. ‘Op in dei doch ik dat ek. As ik sa grut as heit bin.’

Alfred beweegde de brânende lúsjefer boppe de pyptsjettel hinne en wer, oant de tabakstriedsjes begûnen te knisterjen.

‘Mei ik him útblaze, heit?’

‘Jawis wol, jonge.’ Alfred joech him de oare kant fan de lúsjefer. Free beseach it flamke even, oant it hast bij syn tomme- en fingersein wie, wappere it fluch út en smiet de lúsjefer yn de kachel.

Ada oerhandige him in kefert. ‘Kinst hjir better even nei sjen nodatst in goed sin hast.’

Alfred makke de flappe los en loek der in optearde blauwe kaart út. ‘Aha, dyn rapport, hè, jonge?’ Free syn gesicht beloeke.

Alfred hie fan Ada leard wat de ferskillende groepkes hoannepoaten betsjutten. Hij liet syn fingers fluch bij de nijste oantekeningen yn inkt lâns gean en fergelike se mei dy fan de moanne dêrfoar. ‘No, dat liket mij wol goed ta. Eigenlik almeast noch better as hjirfoar.’ Free glimke net, mar wachte ôf.

‘Haw ik miskien wat mist?’ Alfred begûn wer fan boppen ôf. Hij hie leard wat de ferskillende kategoryen betsjutten troch har plak op de kaart. ‘Gedrach. Oho. Dy haw ik oer de holle sjoen. Do bist sakke fan 90 nei 80. Hoe kin dat?’

‘Wit ik net.’

Alfred lies de rige fierder bijlâns. ‘Hee, der hie stean moatten datst in heale dei ôfwêzich west hast. Hoe sit dat?’

Free doarst him rjocht oan te sjen. ‘Miskien omdat de juffrou fûn dat ik in goed ekskús hie.’

Dêr wie dat stiifkoppige wer. ‘Fergemy, jonge, nei wat der hjoed gebeurde is, soe ik tinke datst eventsjes ferlegen sitte soest om snoade antwurden.’

Foardat Free noch mear yn de problemen reitsje koe, kaam Ada tuskenbeide: ‘De juffrou hat ek in briefke mejûn.’

‘O ja, wat seit se?’

Ada helle in briefke út har skelksbûse en lies foar: 'Bêste frou Alfredson, ik tocht dat jo miskien graach witte woenen dat ik de folgjende opmerking oer jimme soan opnommen haw op de moanlikse rapportkaart dy't ik nei it buro fan de skoalopsjenner stjoere moat: "Nr 17. Goed. Hat syn earste lêsbokje al trije kear trochwest en hat ek al ferskillende oare boekjes lêzen." Nr 17 is jimme soan. Juffrou Vera Fenster.'

Alfred wist even net wat er sizze moast. Koe dy jonge fan him al sa goed lêze? En toch noch mar yn de earste klasse? Godskes. Dy jonge wie him al boppe de holle groeid. Gjin wûnder dat er sa'n stive kop hie.

Der klonk in snik fan beppe bij it oanrjocht wei, dêr't se stie te skûtelwaskjen. 'O Free, wat dochsto mij no wer tinken oan myn earste Shermy. Dat ingeltsje, dat no grif yn de himel is, sittende oan de rjochterkant fan de Heit.'

'Mem!' rôp Sherm ûnder de tafel wei. 'Toe no, foardat mem dizze Shermy in ier grêf yn jaget.'

Beppe skeat rjochtop. 'Sherman!'

'No, it kin mij neat skele.' Sherm reage de toer om dy't er oan it bouwen west hie, dat de blokken witwêr hinne fleagen, sels ûnder de kachel. 'Ik woe bij God wol dat mem mij net nei him neamd hie. Ik hie leaver in ienfâldige namme hân lykas Pete of Sam. Sels Poep hie better west. No kin ik noait wat dwaan sûnder altyd earst mijsels ôf te freegjen wat Sherman Ien miskien dien hawwe soe, en net wat Sherman Twa' – Sherm sloech himsels ferwoest op it boarst – 'sels dwaan soe.'

Beppe skriemde. 'Jonge, jonge, do witst net watst seist. Mar ik ferjou it dij.' Se draaide har yn triennen nei Free om. 'Ja, myn alderleafste beppesizzer, myn Shermy Ien koe al lêze en skriuwe foardat er nei skoalle gong. Hij koe dat fan natuere al fan syn berte ôf. Soms as myn man ... dat wol sizze dyn pake ... do witst noch wol wa't dat is? Fansels wol. As myn man net nei tsjerke koe, dan sei lytse Sherm Ien de hele tsjinst foar him op, as er thúskaam, wurd foar wurd, mei ynbegryp fan de psalmen en de gebeden. Och! En doe stoar er oan de readfonk. Och! Hie er...'

'Mem,' sei Sherm, 'mem hellet alles wer trochinoar hinne.'

'- hie er mar libje kinnen, Free, wat in freugde hie dat foar dij west om him te kennen. Mar no leit er dêr yn syn nije grêf mei syn holle ien kant út draaid en syn goudwite hier dat noch altyd trochgroeit...'

'Nij grêf?' rôp Alfred út.

'Ja, - nij grêf,' snikte beppe. 'Syn bonken wienen ferdronken yn it âlde grêfstee fan de Englekings, dat John en de tsjerkhôfbehearder hawwe him en myn man opgroeven en ferpleatst nei it nije plak op hegere grûn dat ik kocht ha.'

‘Dêr wist ik neat fan. Wisto dat Ada?’

‘Dat ha ’k fan ’e moarn fan mem heard,’ sei Ada.

Beppe rattele troch: ‘John tocht der oer om ek syn pake en beppe op te graven, Grutte John en syn frou Adelheid, en om se ek nei heger grûn te ferpleatsen. Mar de behearder wist net mear wêr’t se leinen.’

‘Wat?’ rôp Ada. ‘Dêr haw ik neat oer heard. Seit mem dat er se net fine koe? Hawwe dêr dan ek grêfrovers west?’

‘Ik wit net,’ sei beppe. ‘Miskien wol.’

‘Better fan net,’ sei Ada. ‘Beppe Ada droech it gouden earizer fan de famylje doe’t se begroeven waard.’

‘Trouwens, ik moast eigenlik ...’ Beppe wifke. Even letter skodholle se. ‘Ik soe jim wat freegje, mar dat is mij even ûntsketten. Ferhip.’ Se glimke om har ferjitlikens. ‘No, it sil wol in leugentsje west hawwe, as ik it net mear wit.’

‘Hoe dan ek,’ sei Alfred, ‘om werom te kommen op ús jonge hjir ... soan, wat hasto útheefd dat dyn gedrach sa leech is?’

‘Niks.’ Free begûn Sherm te helpen om de fuortreage blokken bijinoar te sykjen. ‘Behalve dat Peter Gladys sear die en dat ik him fan har ôfskopt haw.’

Alwer. Alfred biet op syn tonge.

Beppe loek de hân út it ôfwaskwetter en sloech har op de foarholle. ‘Ik wit it wer. Kinne jim hjir interlokaal nei Jerusalem belje?’

‘Jawis wol,’ sei Alfred.

‘Moai.’ Se droege de hannen oan de skelk. ‘Ik kin dat better direkt dwaan, foardat ik it wer ferjit. Doe’t ik fuortgong, haw ik fergetten wat tsjin de kosten te sizzen, Garland Stanhorse. Mar dy hat gjin telefoan, dat ik moat no ús nije dominy deCockcock belje en him dêr even hinne stjoere om dat te sizzen. Wat is de sintrale hjirre?’

‘Ien kear lang.’

Beppe fuottele swier nei de telefoan yn de wenkeamer. De nachtlampe brânde en it oranje ljocht liet de twa nikkelen skillen op de donkere walnuten telefoankast glimme as katte-eagen. Se draaide sa’n tsien kear oan de swingel en hold doe de swarte hoarn tsjin it ear. Se stie dêr mei rôljende eagen ûnder de eachlidden te wachtsjen. ‘Sintrale? Ik wol mei dominy deCockcock prate yn Jerusalem ... Aha. Goeie, dominy ... wat?’ Se gong in stap achterút bij de telefoan wei en begûn dêr lûd tsjin te roppen. ‘Jo moatte lûder prate, dominy ... wat? watsei? ... wacht even.’ Se kearde har om nei Ada. ‘Miskien wiststoe hoe’t dat ding wurket. Ik kin ferduld neat hearre. Allinne mar wat geipiip oan ’e oare ein.’

Ada naam de hoarn fan har oer. ‘Wat moat ik tsjin dominy deCockcock sizze oer de kosten?’

Beppe krige in kaam. ‘No, Gar hie oanbean om myn blommen wetter te jaan wylst ik fuort wie, mar ik ha fergetten te sizzen wêr’t ik de kaai weistoppe hie.’

‘Gar. Beppe neamt him Gar?’

‘Wat is dêr mis mei?’ sei beppe hakkeljend. ‘Trouwens, we binne kristlike freonen. Heel fatsoenlik.’

‘Yn dat gefal kin mem better sels mei dominy deCockcock prate.’ Ada prate glimkjend yn de hoarn: ‘Sintrale? Jou ús in bettere ferbining en lit myn mem it nochris besykje.’ Beppe naam mei tsjinsin de ûntfanger wer oer.

Alfred sei út syn leunstoel yn de keuken wei: ‘Gean tichter bij de hoarn stean, mem. Hij byt net.’

‘Ik ha tefolle bazen,’ klage beppe. ‘Sintrale, hawwe jim noch altyd dominy deCockcock dêre? ... goed ... dominy? Ja, dit is frou Engleking .. ja ja, alles is ynoarder mei mij. Wat ik witte wol is ... wat? wat? Fergemy, ik kin him noch altyd net goed hearre. En it klinkt as kin hij mij helendal net hearre. Hallo? Hallo?’ Se waard lilik en gong ynienen oer yn it Frysk, har memmetaal, en prate in skoftlang heel fluch. ‘Wat wie dat, sintrale? Mei ik gjin Dúts prate? Mar ik praat Frysk ... ha jo dêr noch noait fan heard? No, de Friezen ha noch mear de pest oan Dútsers as de Amerikanen och!’ Beppe draaide har wer om nei Ada. ‘De sintrale seit dat ik pro-Dúts bin. Kinst dij dat yntinke? En se seit dat se gjin pro-Dútsk praat op de telefoan ha wol, omdat ik in spion wêze kin. Ik, in spion?’

Beppe rôle mei de eagen.

‘Goed, mem, praat dan mar Amerikaans.’

‘Mar it liket wol as kin dizze telefoan allinne mar Frysk ferstean. Doe’t ik Frysk prate, koe dominy mij prima ferstean.’

‘Hjir, lit mij mar even. Ada naam de hoarn wer oer. ‘Sintrale? Sintrale?’ Se wachte, mei de eagen ticht. ‘En no hear ik neat mear.’

‘Sjochst wol,’ sei beppe, ‘sjochst no wol?’

Alfred hie syn nocht. Hij sprong oerein en kaam de wenkeamer yn. ‘Jou mij dy telefoan ris.’ Hij naam de hoarn fan Ada oer. ‘Ik wit wol wat der mis is. Tefolle harkers op deselde line op deselde tiid soarget foar de dea yn ’e pot.’ Hij paste de hoarn oan syn langte oan en prate beret en dúdlik tsjin dat ding. ‘Harkje ris even, jim kofjeslabbers, lit mij jim ris even de les lêze. Lústerfinkjen, tuskenbeiden kommen, fluitsjen of it meitsjen fan oare lúden kin in reden wêze om jim ôf te sluten, wisten jim dat? ...’ Hij harke even nei de gûnzjende ferbining. ‘Ik ha noch gjin klikken heard. Dat betsjut dat jim noch allegear op de line sitte. Derôf, jimmel!’ Hij harke noch even, en sei doe oer syn skouder tsjin Ada: ‘Ik wit bij God wol hoe’t ik se útnaie litte kin.’ Hij bûgde de hoarn noch

wat, sadat er der rjocht yn op prate koe. ‘Harkris frou Aambeien, ik wit dat jo der noch altyd binne, want ik kin jo rûke ... Wat! Wat?’ Alfred loek in raar gesicht, sa ferstuivere wie er troch wat er dêrnei hearde. Immen, in frou, hie it oandoarst om it oer de telefoan tsjin him yn ‘e kant te setten. ‘Ha, frou Murray, jo kinne better sizze dat de iene skeet de oare fiis fynt –’

‘Alfred!’ beskrobbe Ada him achter him. ‘Sok praat.’ Mar sij moast ek laitsje.

‘It is allinne mar dat earme tipelsinnige sloof fan in frou Murray,’ sei Alfred spottend, mei sin yn de hoarn pratend. ‘Grut wurden mei droege prommen en sprekwurden. Ik wit ek wol wat har man, Frank Murray, mei har dwaan moatte soe. Har op de kop hâlde, der wat benzine yn jitte, en goed skodzje. En as dat har net wat libbener makket, der in lúsjefer bijhâlde.’

Beppe waard helendal oerémis. ‘Kin dominy deCockcock dat allegear hearre?’

‘Wit ik net. Miskien.’

‘Oe heden, dan soe ik foar ivich te skande stean.’

‘Wat, sintrale? Watte?’ Alfred prate wer yn de hoarn. ‘Is it tsjin de wet om sa oer de telefoan te praten? No, en hoe sit dat dan mei al dy lústerfinken op de line dy’t ús interlokaalgesprek bedjerre? ... Goed dan, sis dat se ophoepelje moatte ... Aha, dat is better. Hearde jo dy fiif klikken wol? Ik sei toch al dat der lústerfinken op de line sieten? ... Moai sa, mem, hjir, praat yn de telefoan en meitsje jo petear mei dominy deCockcock ôf.’

Nei de tiid, doe’t alles wer rêstich wie, frege Ada oan Sherm: ‘Wa is dy Garland Stanhorse, dy koster dy’t mem ken? Wat is dat foar man?’

Sherm glimke noch om al dy drokte dy’t se oer dat telefoanpetear hân hienen. ‘No, dominy seit dat it de bêste koster is dy’t we oait hân hawwe. Mar noch better, Garland hat in belangrike noas.’

‘Hij hat gjin grutte noas,’ sei beppe snibbich.

‘No, mem,’ sei Sherm, ‘wêr’t ik op snein sit, as Gar dat glês farsk wetter bringt oer it middenpaad, krekt foardat dominy de preekstoel opgiet, dan soe mem ek sizze dat syn noas der belangryk útseach.’

Beppe waard wer fjoerread. ‘Belangryk. Wat soe ‘t.’

Op bêd in oere letter fielde Alfred dat Ada noch altyd lake. ‘Wêr hast sa’n wille om, leave?’

‘O niks.’ Se sloech in earm om him hinne en tute him. ‘Ek al dochst soms fan dy healwize dingen, Alfred, do bist toch in leave man. Wisto dat?’

Alfred sei neat. Wat wie dat no wer?

Ada joech him wer in tút. ‘Op de iene of oare manier,’ flústere se, ‘hoopje ik dat mem fereale wurden is op dy Gar. Se hat sa iensum west de lêste jierren. En it soe noch better foar Sherman wêze. Dy earme jonge. Hij hat slim ferlet fan in heit.’

‘Ja,’ sei Alfred, ‘soe wêze kinne.’ Doe draaide er him nei har ta en joech har ek in tút. Nei in skoftke gunde Ada him syn wille. Hij koe de lytse baby yn har búk heel dúdlik fiele. It wie krekt as hie er himsels oer in kessen flijd mei in hurde rubberen bal yn ’e midden.

Ada * 15

Ada wie der net wis fan oft se it ditkear wol helje soe. De baby koe elk momint komme en har hart hipte hinne en wer as in lid op in koaitsjende tsjettel. Twa kear wienen sij en Alfred nei dokter Halmers riden fanwege it flauwe gefoel dat se yn it boarst hie. Elke kear hie dokter Halmers har waarm taglimke ûnder syn swarte snor en har sein dat it inkeld in gefal fan in senuwachtich hart wie en net in swak hart.

‘It sit allegearre yn dyn holle, Ada. Op de dei datst beslútst datst in sterk hart hast, op dy dei sille dyn klachten ferdwine.’

Ada fiede har altyd gerêststeld as se bij dokter Halmers west hie. Teminsten, in pear dagen. It probleem wie dat nei in wike dat frjemde swakke gefoel altyd wer weromkaam. Stikem wist se dat de dokter der nêst siet.

In pear kear hie se drank rûkt bij dokter Halmers. Dat hie har dwers sitten. Se mocht him graach lije, fertroude him, woe him graach noch leaver lije meie. Mar om oan him te tinken as in drinker wie om oan him te tinken as in sûndaar. Se neamde dat op in jûn in kear tsjin Alfred doe’t se op bêd gongen.

‘Ik hoopje dat de dokter net drinkt as ik de baby krij.’

‘Ha mar gjin noed. Hij drinkt allinne nei syn sprekoeren.’

‘Mar stel no dat de baby nachts te wrâld komt?’

‘Ha mar gjin noed. In dokter wit wol hoe’t er fluch wer nochteren wurde kin.’

Ada skodholle yn it tsjuster. ‘It is mij altyd in riedsel wêrom’t sokke bêste manlju sa faak oan de drank moatte.’

‘Leave, it komt wierskynlik fan it soarte wurk dat se dogge.’

‘Mar wêrom?’

‘Omdat se tefolle sjogge. Stel dij ris foar datsto frou Murray behannelje moatte soest foar de aambeien. It sjen allinne al soe genôch wêze om in man grize hierren te besoargjen oan syn earmsholten ta.’

‘Jakkes.’

‘Ik doar te wedzjen dat dat minske mear fan dy kringen fan aambeien hat as dat der ierdbeien yn dyn stikje bou steane.’

‘Krammele. Hoe komst dêr no wer bij?’

‘No, Frank seit dat se sa skou is dat se yn it tsjuster yn bad giet.’

‘No, sa kin ’t wol wer, Alfred.’

De oare middeis hearde Ada har beltsje, twa kear koart en ien kear lang. It wie styfmem Bettie út Bonnie.

‘O, Ada. Ik wit net hoe’t ik it dij sizze moat.’

‘Wat no?’

‘We ha fan ’e moarn in telegram krigen út Camp Forest, Georgia.’

‘Abbott?’

‘Ja. Alfred kin him mar better klearmeitsje op it slimste.’

‘Net ...?’

‘Ja. Abbott is oan de gryp stoarn. Do witst wol fan dy grutte grypepidemy dy’t sa troch it lân flein is? No, ús jonges yn de legerkampen binne deroan stoarn as de miggen.’

‘O, Abbott toch net.’

Styfmem Bettie snikte oan har ein fan de line. ‘It leger wol witte oft we syn lichem thússtjoerd ha wolle.’

‘Wat seit heit?’

‘Dy seit dat er der neat mei út te stean ha wol.’

Ada seach Abbott wer oer dy das hinne springen.

‘Boppedat, heit seit dat it leger de kiste fersegelt en dat de minsken thús noait witte oft se it goede lichem wol weromkrigen hawwe.’

‘O.’

‘Karen is bij jim yn de kost, net?’

‘Ja. Se jout wer les op Rock Nr. 3. Dêr’t Free op skoalle is. Mar se is pas oer in oere thús.’ Ada fielde har hart even. Dat sloech noch altyd regelmjittich en sa’t it moast. Moai. Har famylje hie no foargoed ferlet fan har. ‘Mem?’

‘Ja?’

‘Harkje even goed. Ik sil fan ’e jûn mei Karen en Alfred prate en dan belje ik wer werom. Ik bin der wis fan dat se, as it heal kin, Abbott thúsbrocht ha wolle.’

‘Dat tocht ik ek. It spyt mij dat ik it wêze moast dy’t jim it minne nijs fertelle moast.’

Twa oeren letter fertelde se it oan Karen en Alfred. Karen moast gûle. ‘Myn kreaze broer Abbott.’

Alfred sakke ûnderút yn syn leunstoel. ‘No, dêr ferlieze wij de fluchste hurddraver dy’t oait libbe hat. En gjin bern dêr’t er it oan trochjaan kinnen hie.’

Ada frege: ‘No, en wat moat ik no tsjin styfmem sizze?’

Karen snikte: ‘Fansels wolle we him werom.’

Alfred sei: ‘Mar wat as se de ferkearde kiste stjoere?’

Karen sei ferbjustere: ‘De regearing soe dat toch noait oandoare?’

‘De regearing kin ferdomd suver dwaan wat se wolle. Tink mar oan wat se ôfrûne maityd dien hawwe, troch Ada har mem te beskuldigjen dat se pro-Dúts wie en in spion.’ Alle trije sieten se somber foar har út te stoarjen.

Op it lêst gong Alfred oerein en dronk wat swarte kofje út de pot achter op de kachel. Hij dronk direkt út de tute. ‘Goed dan, ik gean nei Sioux City. Dy amtner dêre lit ik it segel brekke om der wis fan te wêzen dat it it goede lyk is yn de goede kiste.’

‘Mar tsjin de tiid dat Abbott syn lyk dêr oankomt, sil dat sa fergongen wêze datst net mear sjen kinst oft hij it wol is,’ sei Karen.

Alfred snúfde. ‘Witst noch fan dy sulveren pinne dy’t se yn Abbott syn linkerearm pleatst hawwe, om syn brutsen bonke fêst te setten? Dêr sil ik om sykje.’

‘Wat aaklich,’ mompele Ada.

‘Ja,’ sei Alfred, en dronk noch wat mear kâlde kofje út de tute. ‘Ja, mar guon dingen moatte jo gewoan dwaan.’

Bij it iten dy jûns hie gjinien folle te sizzen. De bern wie ferteld dat har omke Abbott nei de himel gien wie, en dy ieten ek yn stilte. Ada wie net echt hongereich.

Alfred iet lykwols as altyd, mei smaak. Hij iet syn jirpels en woarst en koal op, en pakte doe in stik bôle. Hij mocht ôfgryslík graach tsjokke stikken farskbakte bôle, mei bûter en prommejam. Mar om mei te helpen hie Karen dy jûns de bôle snijd en dat wie in fersin. Karen snijde de bôle altyd te tin. Alfred wie even stil. Hij hold it stikje bôle dat er pakt hie tusken tomme en wiisfinger omheech, en mei de pink de loft yn, en seach Karen oan mei in blik fan klearbare ôfgriis.

‘Wat is der no te rêden?’ sei Karen.

‘Ik sjoch datst noch altyd krinterich mei myn bôle bist.’ Karen seach him kwetst oan. ‘Suster, it kin mij neat skele hoe tin ast de bôle bij dij thús snijst, mar yn myn eigen hûs wol ik it sa snijd ha dat der wat gewicht oan sit.’

‘Allinne ûnwittende minsken wolle it sa tsjok snijd hawwe.’ Se pakte tusken har slanke damesfingers in stikje bôle fan har board bij in hoekje beet as wie it in wafel. Se knabbele der in neatich stikje ôf. ‘Alfred, ferjit net datst in pear lytse neiapers oan dyn tafel sitten hast.’

‘Pah!’ barste Alfred út. ‘Ik freegje dij net om de bôle twa tommen tsjok te snijen. Ik freegje dij sels net om it in tomme tsjok te snijen. Alles wat ik wol is gewoan safolle tsjokkens dat it yn myn hannen net útinoar falt.’

‘Brek it dan yn lytsere stikjes, sa.’

‘Te tin.’ Alfred hold it brosse stikje bôle wer omheech. ‘Sjoch. Ik kin der gewoan trochhinne sjen as wie it in tsiisdoek. Man, der sit sels noch te min byt oan dit suterige tinne stikje om in mosk ien dei yn libben te hâlden.’ Hij wûn him hieltyd mear op. ‘Jonge, it is sa licht, ik doar der net tsjin te sykheljen, bang dat it fuortwaait. No, as ik woe, dan koe ik it mei ien pûst nei dij ta blaze. Om krekt te wêzen, ik sil it dij bewize.’ Alfred sûgde de longen fol, en it tinne stikje omheechhâldend pûste hij der fûl tsjinoan. It stikje bôle fleach de loft yn en saaide finaal oer Karen har holle hinne, en kaam achter har op it kleedsje foar it oanrjocht del. Sels Alfred wie ferbjustere om it sa fier fleanen te sjen. ‘Sjochst no wol,’ rôp er triomfantlik.

Ada fronsele. ‘Alfred, toe no. Ik snij dij wol in stik krekt sast it ha wolst.’ Se skode de stoel achterút om oerein te gean.

‘Nee, hoecht net,’ sei Alfred. ‘Ik hoech no gjin bôle.’

‘Alfred.’

Hij prakkesearre even, en joech doe ta. ‘Goed, ik leau dat we allegearre wat fan ’t sintrum binne, troch it ien en oar. Mar ik wol wol graach wat kofje.’

Karen, opsternaat, wie dêr noch net klear mei. ‘Jit mar net foar mij yn, Ada.’ Se haffele wat op har iten om, as wie iten in ding dêr’t se harsels te heech foar hie, in soarte fan ûngelokkich fleislik ferlet dat in flok foar it minskdom wie. En wie it dan net sûnde dat in part dêrfan yn it tûntsje bedarre. ‘Net neidat Alfred fan ’e middei út de tute dronken hat.’

Ada hie dêr ek wat oer te sizzen. ‘Ja, Alfred. Ik fyn dat in hele minne oanwenst.’

‘Kin mij neat skele,’ sei Alfred. ‘Ik bin hjir yn myn eigen hûs en kin kofjedrinke sa’t ik it goedfyn.’

Karen slokte mei in sacht strôteknikje har fûgelbekje iten troch. ‘Ik sjoch no ek wêr’t Free syn grutte mûle wei hat.’

‘Suster, ast op skoalle fynst dat er ûndogensk is, seamje him dan mar om.’

‘Wylst syn broer nêst him as in mûske is. Earme Everett.’

‘Wat bedoelst no wer mei earme Everett?’

‘No, om te soargjen dat er der op skoalle net ûndertroch giet, hâld ik Free wat tsjin en moedigje ik Everett wat oan.’

‘Dêr bin ’k it mei iens. Dat doch ik op it hiem hjir ek.’

‘Mar do helpst har net troch dyn foarbyld hjir oan dyn tafel.’

Alfred liet syn foarke op syn board falle. Dy kaam mei wat gekletter del. ‘Ik woe bij God wol datst ris in kear troudest, do âldfaam.’

Karen die har holle mei in stadige beweging achteroer. Doe sei se,

even letter, mei in wat forsearre glimke om harsels: ‘No, do witst wat se altyd sizze: “In âldfaam is in noch te ûntdekken skat.”’

‘In ferskimmele maagd bedoelst.’

Lytse Albert, dy’t tusken Ada en Alfred yn siet, begûn te balten. ‘No sjogge jim wat jim dien ha mei al dat lûd gepraat fan jim,’ sei Ada.

Alfred harke even nei it gegûl fan de baby en bedimme him. ‘Do earm úthongere stakkertsje, heit hie dij helendal fergetten, hè?’ Hij die wat rizenbrij yn it boardsje fan it jonkje en begûn him te fuorjen. Ada wist net oft se no laitsje moast of lilc sjen. In feit wie, dat se wat jaloers wie op de manier wêrop’t Alfred en Karen soms prate koenen oer de âlde tiid, doe’t har mem noch libbe. Se hie har yn it bysûnder de lêste pear wiken jaloers field, doe’t se derfoar keazen hie om mei har swier liif moarns op bêd te bliuwen, om wat ekstra rêst te krijen, wylst dy twa ier fan bêd ôf kamen en mei ien en al moarntiidsfleur tegearre kofjedronken. Se koe har dúdlik hearre fan dêr’t se op bêd lei. Nettsjinsteande al har getsier, deelden se tegearre ien of oar geheim.

Ada wist noch fan likernôch in moanne lyn, doe’t se begûn wie Karen wat te fertellen oer har priveelibben mei Alfred, en wat klage hie dat Alfred har op bêd net mei rêst litte koe, en dat ta har ferrassing Karen ynienen begûn wie te hymjen as soe se hast flaufalle, en dat se har toskten bleatlutsen hie en sein hie: ‘Dy manlju ek! Beesten, allegearre. En it sit allegear yn har kop. Se kinne harsels bêst bedimje, as se dat echt wolle. As se mar fûl genôch bidde. Boppedat, it is in deasûnde. Dat, do moatst him oanpakke, Ada. Do moatst begjinne mei earst, goed dúdlik, “nee” te sizzen, krekt as bedoeldesto it echt. Dat dan krijt er fuort al net in kâns om him wat yn ’e holle te heljen.’

Ja, Karen hie in hekel oan har broer en tagelyk hold se fan him, in hekel fanwege hokker herinneringen se ek mar mei him deelde, en om deselde reden hold se tagelyk fan him. It moast wol in herinnering wêze sa’t se dy sels mei Alvin Ravenhorse deelde. De baby yn har búk joech ynienen in traap. ‘Oe.’ Alfred seach op.

‘Neat te rêden.’ Ada fielde har mislik. Se hie sa’n bytsje romte. ‘Neat te rêden.’ Se draaide har om nei Karen. ‘Ik freegje mij ôf ... soesto fan ’e jûn in stikje út de Skrift foar ús lêze wolle? Dyn eigen tekst útsykje wolle as oantinken oan Abbott?’

‘Heel graach.’ Karen glimke nei Free. ‘Soest mij de Bibel oerjaan wolle?’

‘Fansels.’ Free rikte ûnder de tafel en pakte de Bibel dy’t dêr op in dwersbalke lei. De dwersbalke hold de tafel bijelkoar doe’t der in ekstra boerd oan fêstmakke wie.

De leppels om de tafel hinne klikten net mear. Karen lies mei de redenriken fan in dame. ‘De Heare is myn hoeder, neat bin ik brek,

troch Him mei ik lizze yn griene greiden, Hij bringt mij bij wetters dêr't ik rêst fyn.'

Om alve oere waard Ada wekker, doe't in grutte fûst har bij de búk griep. Har hart sloech der fan oer. Aaah. De baby wie op kommendewei. Se rikte yn it tsjuster en lei de hân op it skouder fan har man.

'Alfred?'

Alfred skeat oerein, as hie er de hele tiid al wekker west. 'Wat is der?'

'Kinst better dokter Halmers belje.'

Alfred striek troch syn hier. 'Goed.' Hij glied fan bêd ôf en hold in lúsjefer bij de nachtlampe.

'En lit ús hoopje dat ús goede dokter him ditkear ynholden hat.'

'Dat sit wol goed mei dokter.' Alfred loek yn ien soepele beweging syn klean oan. Hij stampte de wenkeamer yn en stiek de lampe op de tafel oan. Doe belle hij dokter Halmers.

Ada harke nei Alfred syn kant fan it petear. Doe't er klear wie, frege se: 'Hoe klonk er?'

'Sa nochter as in blok iis. Hij sei dat ik him út in sûne sliep helle hie.'

'Moai. Ik sil mij foar him klearmeitsje.'

Ada helle de tobbe en skrobbe harsels yn de keuken goed ôf. Se helle de handoeken foar it ljocht en lei se op in stoel bij it bêd. Se lei wat rubberkleedsjes ûnder it lekken, en seach even bij de bern boppe. Dy leinen yn in djippe sliep, lykas Karen yn de keamer boppe op it oasten. Moai sa.

'No sjen oft it slagget net al te lûd te roppen.'

Se rûn nei de keuken en fulde de tsjettels om wetter te sieden. Alfred siet nei har te sjen, wylst er oan in kop lije kofje lurke. 'Hearken, frommes, do bist neat better as in kat dy't har klearmakket.'

'Dit is wat alle memmen sûnt Eva dien hawwe.'

Tsjin de tiid dat dokter Halmers kaam, hie se noch twa fleagen hân. Dokter Halmers ûndersocht har daalk. 'Dochst it goed, Ada. It sil net lang duorje.'

'Liket it goed mei myn hart?'

'Hoe fielt it sels?'

'No, de lêste tiid hat it net raar dien.'

'Dêr hast dyn antwurd.' Under syn swarte snor foarme him in waarme laits. De klok yn de wenkeamer sloech twa kear mei syn katedraalachtich lûd.

Alfred kuerde om de hoeke fan de doar. 'Ik bin yn de keuken, as jim beiden ferlet fan mij hawwe.' Hij glimke nei Ada. 'Der moat toch ien wêze om de kofjepot te bepopken en farsk te hâlden.'

Ada glimke him op har beurt wat hoeden ta. Sa'n tsien, tolve fleagen letter glied it holtsje nei bûten. Dat begûn fuort goed te razen.

'Ha,' flústere dokter Halmers sacht, 'noch ien kear goed parsje, Ada, en dan komme de skouders der ek troch.'

Se hoaste doe't se dat die, en dat holp.

'Aha, heel goed.' Dokter Halmers stiek syn ûnderlippe djip neitinkend nei foaren. Der klonk it lûd fan in skjirre. 'En no tichtbine.'

'O hearken,' rôp Ada, 'it is toch wer in jonkje.'

'Ja, in skoander baaske.'

'Ik hie sa op in famke hope. Foar mij yn 'e hûs hjirre. Om troch te jaan wat ik wit. Wat it betsjut om in frou te wêzen. Dat is ek belangryk.'

Har hart begûn te hippen as in sprinkhoanne. Doe, wylst se taseach, ferdwûn stadichoan alles en it iennige dat se noch seach, wie de reade neitinkende ûnderlippe fan dokter Halmers, en doe wie dy ek fuort.

In lange stilte sa sachtwyt as snie.

Stadichoan kaam se wer bij, mei it gefoel dat se in lange reis ergens hinne makke hie. Dêr wie wat sein oer har plicht tsjinoer har húshâlding en dat it miskien it bêste wie om mar werom nei hûs te gean. Har eagen wienen al in heel skoft iepen foardat se begûn te fernimmen dat minsken fluch om har hinne beweegden. Flugge bewegings. Sels wyldoerstjoere hannelingen. It iene momint wie dokter Halmers dwaande har boarst te massearjen om har te helpen bij it sykheljen, en flak dêrnei die er wat mei de baby dy't oan har fuottenein lei.

Der hong in sterke rook fan karbolsoer yn de sliepkeamer.

'Alfred, helje mij gau wat tafelsâlt. Fluch!' De stim fan dokter Halmers hie de macht fan God.

'Komt der oan, dokter.'

'En helje mij ek in panne lij wetter.' Se hearde Alfred fuortdraven; en wer weromstowen.

'Wetterflesse.'

Alfred loek in laad iepen. 'Hjirre.'

Dokter Halmers bûgde wer oer har hinne. Hij wie krekt in grutte hûn dy't oer har hinne stie. 'Ada, alles ynoarder mei dij, Ada?'

Wat wie al dy drokte om har? 'Ada. Bist dêr noch, Ada?'

'Dat tink ik wol.'

Hij fielde har polsslach. 'Moai sa! Dy is teminsten wer normaal. Ada, kinst mij hearre?'

'Ja.'

'Goed sykhelje, hear, hearst mij? It is ôfgrysluk belangryk datst bij it sykheljen goed dyn bêst dochst.'

Se glimke. 'No, dokter, wannear wie it net belangryk om troch te gean mei sykheljen?'

‘Sykhelje troch wylst ik even de baby behannelje.’

Dat skerpe har op. Se hyste harsels heal oerein op it kessen en seach nei dêr’t har baby oan it fuottenein fan it bêd lei. Dy lei dêr slop, mei hingjende holle, as in poppe dy’t oan de kant soald wie.

Mei de ûnderlippe foarútstutsen geat dokter Halmers earst wat waarm wetter yn in reade wetterflesse, rûgele dêr doe ferskillende kearen wat sâlt yn, skroefde de dop derop en skodde de flesse fûl op en del en hinne en wer, mei in wiet en klotskjend lûd. Dêrnei helle er de dop derôf en skroefde der yn pleats dêrfan in rubberslankje yn. Hij seach even fluch nei Ada. ‘Bist der noch?’

‘Ja.’

‘Goed. Ferdwyn mij no net wer ûnder myn hannen wei.’ Hij skode it ein fan it rubberslankje yn wat der oer wie fan de ôfknipte nâlestring fan de baby. ‘No, Alfred, hâld de flesse omheech. Heger. Dat it sâlte wetter yn de baby rint. Troch de swiertekracht.’

‘Dokter, wat is der hjir gebeurd?’ frege Ada.

‘Wylst ik besocht om dij te rêden ... sjoch.’

Ada seach nei dêr’t er wiisde. It readste bloed dat se oait yn har libben sjoen hie, lei yn in puozze bij har heup. ‘O, myn leave God.’

‘Ja, in krektgeboaren baby kin de earste pear minuten deabliede. Foardat de natuerlike stopsetting fan de funksjes pleatsfynt.’ Hij stoppe in stetoskoop yn syn earen en harke nei it fazanteboarstke fan it berntsje. ‘Kom jonkje, toe no. Skuor dyn mûle wer iepen.’

De baby sykhelle in lyts bytsje, heel licht, wat har tinken die oan de beweging fan in gerdyn yn in iepen rût op in rêstige dei.

‘Fielt de wetterflesse al wat lichter, Alfred?’

‘In bytsje.’

Ada stoarre. ‘Wat dogge jo dêr toch, dokter?’

‘Ik ferfang it bloed dat er ferlern hat troch wat sâlt wetter. In sâlttransfúzie. Hij wie hast deablet.’

‘Mar sâlt wetter?’

‘Jawis. Om it stikje oseaan oan te fullen dat er ferlern hie.’

‘Dat begryp ik net.’

‘Dêr komme wij oarspronklik allegear wei. De oseaan.’

‘No prate jo yn riedsels, dokter.’

‘Dat sâlte wetter dat sit yn ús bloed, Ada, dat is alles wat der yn ús oer is fan de oseaan.’

‘Jo bedoele, dat ús bloed dêrom altyd sa sâltich priuwt?’

‘Ja. De djippe see yn ús, Ada.’

Dat wie wer wat fan it ateïstys tinken fan de goede dokter. ‘Ik leau leaver dat wij ôfstamme fan ús mem Eva.’

‘En fan Adam. Ferjit him net.’

Alfred sei: 'Dy wetterflesse fielt no al heel wat lichter, dokter.'

Dokter Halmers wreau hoeden oer de ribbekast fan de baby. 'En ik leau dat er waarmer oanfielt.'

Ada die de hannen gear. Heare, wat wie se wurch. 'Ik fiel mij sa licht yn 'e holle.'

Halmers rikte nei in iepen feilichheidsspjelde boppe op it dressoir. Dy dipte er yn in pantsje karbolsoer. Doe naam er ien fan de lytse ronfelige babyfuotsjes yn syn hân en pjukte dêr ferskillende kearen yn.

'Wat dogge jo no mei myn baby?'

'Him lilk sjen te krijen.'

'Wêrom dat no wer?'

'Ik wol dat er mij oanraast.' Hij pjukte de baby noch in kear. Op it lêst gong der in skok troch de baby hinne, hij die de mûle iepen en barste los. 'Aaaa!'

Dokter Halmers die even de eagen ticht. 'Hij is der wer.' Mei in flugge ruk loek er it rubberslankje út de nâlestring. 'Kinst de wetterflesse no wol oprêde, Alfred.' Halmers bûn gau de nâlestring ôf. Hij pakte de baby waarm yn en joech him doe oan Ada.

'Jou him it boarst sa gau ast tinkst datst it kinst.'

Letter helle Alfred de flesse te foarskyn fan de Old Crow. 'Wat sizze jo fan in slokje?'

Der ferskynde in goddeloas ljocht yn dokter Halmers syn eagen. 'Dat liket skoan.'

Ada hold har stil.

Alfred geat twa slipe romers fol en joech ien oan dokter Halmers. 'Mei 't jo wol bekomme.'

'Proast.' Beide mannen slikken har de lippen ôf.

Alfred hold de flesse tsjin it ljocht. 'Dat hie ik noch oer fan doe't wij ús earste bern krigen.'

Dokter Halmers stie fersteld. 'Do bedoelst, de iennige kear datst út dy flesse skinkst, is ast in nije baby krigen hast?'

'Ja, sa is 't.'

'Dan is dat deselde flesse as dyst foar it ljocht sleeptest doe't dyn foarige baby geboaren wie op de Bowmanpleats.'

Alfred sei grutsk strieljend: 'Ja.'

Dokter Halmers draaide syn holle fansiden en spriek tsjin de tsjusterste hoeke fan de keamer: 'Heare Kristus.' Krekt op dat stuit begûn de baby mei de mûle om in spien te sykjen. Dokter Halmers knikte tefreden.

Se neamden de baby Jonathan, nei Ada har broer John.

Twa wike letter naam Alfred de trein nei Sioux City om it lichem fan

syn broer Abbott op te heljen. It lichem bliek it goede te wêzen. Der siet in sulveren pinne yn syn linkerearm. Alfred reizge mei it lyk yn de bagaazjewagon. Op de dei fan de begraffenis woe heit Alfredson noch altyd neat te meitsjen hawwe mei it omskot fan syn soan Abbott. Hij bleau thús en rookte syn piip. Karen moast dagenlang gûle. ‘Dy earne Abbott. Hij wie myn sulveren broer, mei in siele sa rein as snie.’

Twa moanne letter kaam Alfred mei in treurich gesicht thús út de stêd wei. Ada stie troch it keukensrút oer it hiem út te sjen en fernaam dat fuortdaalk. Al gau kaam Alfred mei de boadskippen yn 'e hûs.

‘Wat is der te rêden, Alfred?’

‘Dokter Halmers hat himsels tekoart dien.’

‘O God, nee toch.’

‘Ja. Hij hat himsels achter yn syn sprekkeamer ferhongen.’

Ada moast har even oan de râne fan de tafel fêstgripe. Alfred stoarre nei syn hannen. ‘En no freegje ik mij ôf, oft ik der wol goed oan dien ha om him dy buorrel te jaan fan Old Crow.’

Ada hold har noch altyd oan de râne fan de tafel beet. ‘En ik hie him sa graach op in dei yn de himel tsjinkomme wollen,’ flústere se. Yn de himel soe der net de freze wêze foar de sûnde fan it fleis, as se blike liet dat se in soad fan de goede dokter holden hie.

Free ❁ 16

Free en Everett rûnen hastich it dykje oer nei skoalle ta. Oan de oare kant fan de grutte dyk wie de blauwe heuvel yn it lân fan Horsberg bedutsen mei pearse blommen.

‘Hee, moatst dêr ris sjen,’ sei Free. ‘Dat soe mem graach witte wolle.’

‘Wat silst no?’ sei Everett.

Free seach Everett even bazich oan. ‘Ik draaf werom en fertel mem even oer dy blommen. Mar do rinst gewoan troch nei skoalle, begrepen? Do rinst sa sunich, ik helje dij maklik yn.’ Everett hold syn kopke skean.

‘Sjit no mar op,’ rôp Free oer it skouder, wylst er werom begûn te draven nei hûs ta. ‘Oars krijst in pak op ’e hûd.’

Everett swaaide in pear kear mei syn itensammerke, en begûn doe allinnich fierder te sjokseljen.

Syn mem bearde fan: ‘Werklik? Wêr seisto dat se steane?’

‘Yn it lân fan Horsberg oare kant de dyk dêre.’

Ada folge him nei bûten ta. Se seach earst omheech nei de nije

pearse bledsjes fan de eskdoarn foar de stoepe, en bûgde doe foaroer om ûnder de appelbeammen troch nei de greide fan Horsberg te sjen. ‘Ja, do hast gelyk, Free. De pinksterblommen steane yn bloei.’

‘Binne dat pinksterblommen?’

‘Ja. De earste blommen fan it jier. It betsjut dat it einliks maityd is hjir.’

‘Mem, dan pluk ik in pear foar mem as ik fan ’e middei út skoalle wei thúskom.’

‘Nee, jonge, de pinksterblom is no krekt de blom dyst net plukke moatst. Dat is in wylde en teare blom, en dy giet suver daalk nei it plukken dea.’ Se glimke nei Free. ‘Mar bist in leave jonge datst mij oer dy pinksterblommen ferteld hast, soan. En no kinst mar better útnaaije nei skoalle ta.’

Free helle Everett maklik bij de brievebussen yn. Dat wie it plak dêr’t syn heit him op ’e hûd jûn hie. De moarnssinne skittere fel op de tinnen foarkanten.

‘Sjochst wol, ik sei al datst sa sunich rûnst. No, hup, oanmeitsje of ik pak in wylgetûkje en swypkje dij de hele wei nei skoalle ta.’ Se wienen maklik op ’e tiid. De measte bern wienen oan it boartsjen om de flagestok hinne. Free en Everett setten gau de itensammerkes yn de gong en draafden doe nei bûten ta nei de oare bern.

‘Wat boartsje jim?’ frege Free.

‘Maaiebeam,’ sei Alvina Horsberg. ‘Jimme jonges moatte bij de flagestok stean en dan moatte wij in blom nei jim tagoaie. As wij jim reitsje, moatte jimme hinnegean nei dêr’t we jim hinne ha wolle.’ Se hie al in hânfol hynstebloemen plukt. Se pakte ien en smiet dy nei Free. Dy dûkte fuort en de blom rekke Everett yn pleats fan him.

‘Ha ha ha, do hast Everett rekke en mij net.’ Free gong tusken de oare jonges yn stean om de foet fan de flagestok hinne.

‘Everett docht net mei,’ sei Alvina. De famkes begûnen yn in rûntsje om de jonges hinne te dûnsjen, en songen dêrbij in ferske:

“Omswalkjend nei de nacht, swalkje wij no oerdei;
Pak dizze hynstebloem fan mij en gean dan mei.”

Elk famke, ek de grutte Louise, goaide in hynstebloem nei de jonge dy’t se keazen hie. Alvina smiet wer in blom nei Free en goaide mis. Doe’t Gladys Windmiller har hynstebloem smiet, sprong Peter sa dat se him wol reitsje moast. Louise woe dat net.

‘Do moatst him prebearje te ûntwiken.’

‘Mar ik sprong oan de kant foar dinent,’ protestearre Peter, ‘en doe rekke dy fan har mij.’

‘Ik wit bêst watsto yn ’t sin hiest,’ sei Louise.
‘Sjit op,’ rôpen de bern, ‘foardat de juffrou skillet.’ De famkes dûnsen wer om de jonges hinne en songen:

“Dûnsje om har hinne,
Lit se net mear rinne,
Stek de blommen yn ’e bûse,
Gean dan lizzen, lekker koese.”

Bij dat lêste wurd sakken de famkes yn de hoksen, wylst de jonges har allegear bijelkoar oar de grûn trûzelje lieten. Yn de hoksen sittend goaiden de famkes wer hynstebloemen nei de jonges. Ditkear rekke de blom fan Gladys Peter wer. Se sprong oerein en easke him op. Har iepen mûle trille as in farske leelje.

Louise waard lil. ‘Ik hâld op. Do moatst foar de aardichheid op goed gelok smite en net mei in foaropset doel.’

Peter gnyske: ‘Ik nim oan, asto dit mei Tom Robson dochst’ - en hij beweegde ûndogensk in wiisfinger hinne en wer tusken syn tomme en de oare wiisfinger - ‘datsto dat dan net foar de aardichheid dochst?’

‘No hâld ik op,’ sei Louise.

‘O, net ophâlde, Louise,’ rôpen de bern.

‘Hee, sjoch ris,’ sei Alvina, ‘Tom Robson hat achter it húske fan de famkes wat fongen.’

Iderien seach. Tom hold wat omheech dat spinpoate. Hij en Tim laken har grutte wite toskens bleat. Tom en Tim hienen net meidwaan wollen mei it maaiebeamsputtsje. Se seinen dat dat in âldelullesputtsje wie.

It hele stel bern fleach as in flecht roeken it skoalplein oer. Tom hie in griis fjildmûske bij de sturt beet. Mei de kop nei ûnderen knypeage it mûske hieltyd mei syn lytse eachjes.

‘Mei ik him beethâlde?’ rôp Alvina.

Tom skodholle. ‘Do witst net hoe’t dat moat, dat er net bij syn eigen sturt opklimt.’

It mûske besocht bij himsels op te klimmen troch him oer syn eigen búkje te bûgen. ‘Sjoch,’ sei Tom, en skodde him even, sadat it kopke wer nei ûnderen hong.

Louise seach wat soer, mar har mûle lake. ‘Lit him los, Tom. Dat earme beestje.’

Tom lake nei har. Syn eagen stienen falsk. ‘Nee. Ik ha oare plannen mei menear Mûs.’ Hij seach nei syn broer Tim. ‘Tim, pak myn tabakspunkje even.’ Tim syn swarte eagen stienen ek falsk. Hij loek it tabakspunkje út Tom syn boarstbûske. De famkes stienen der allegear heech op ’e teannen en lûd bearend omhinne te sjen.

‘Wês mar net benaud,’ sei Free tsjin Alvina. ‘It is mar in mûs.’

‘Ja,’ pipe Alvina, ‘wat soesto derfan fine as dy mûs yn dyn ûnderbroek krûpte, ast in famke wiest?’

‘Lit him los, Tom,’ pleite Louise.

‘Tim, leegje de rest fan de tabak mar yn myn foarbûse.’ Mei syn frije hân hold Tom syn linkerfoarbûse iepen. Tim rûgele de tabak yn de bûse.

‘Doch no it ponkje iepen, sa fier ast kinst. Krekt as soenen wij der jirpels yn smite.’ De moarnssinne skynde glânzich op Tom syn slûk swart hier. Mei in flugge blik nei Louise liet er de mûs yn it ponkje falle. Hij stoppe it sturtsje der ek bij yn. It paste krekt. Gau loek er it slútkoardsje oan en de mûs koe der net mear út.

De famkes fielden har opslach better. Catherine Haber sei: ‘Ik sis tsjin de juffrou datst tabak rookst, Tom Robson. Omdatst gemeen bist tsjin lytse mûskes. Doch ik.’ Se hie de eagen fan in echte klikspaan.

‘Poel!’ snúfde Tom. ‘De juffrou is in sleau âldwiif. Soest ris hearre moatte wat ús heit oer har seit. Hij seit dat se sa preuts is, se skiedt de frouljusboeken fan de manljusboeken en set se op ferskillende planken.’

‘Skamje dij wat, Tom,’ beskrobbe Louise him. ‘Do moatst net sa tsjin Catherine prate. It is noch mar in lyts famke.’

Tom sei: ‘Witst wat in goede grap wêze soe?’ Hij lake wer falsk.

‘Wat dan?’

‘Dy mûs meinimme yn skoalle, en as de juffrou op it oargel begjint te spyljen, him dan loslitte en sjen wat er docht.’

‘Hee!’ rôpen de bern.

Tom seach nei it hele stel. ‘Wa lit de mûs los as de juffrou begjint te spyljen?’

‘Wêrom dochst it sels net?’ frege Alvina.

‘No, ik ha de mûs fongen. Dat is myn oanpart. In oar kin him der dan útlitte.’

Free lake wat yn himsels. Har nije hûn Tricks jankte soms as syn heit op de harmoanika spile. Dy mûs soe grif heel nuver hinne en wer drave as er dat oargel spyljen hearde. Hij sei: ‘Ik doch it wol.’

‘Mar de juffrou is jim muoike,’ sei Tom spotsk. ‘Dan ferkliksto mij.’

‘O nee, hear. Earlik wier.’

‘Mar do witst net wannearst him loslitte moatst.’

‘O jawol, as de juffrou it folksliet begjint te spyljen, doch ik it ponkje iepen.’

‘No, it liket as dochst it. Harkje no goed. As de juffrou skillet, moatst him yn dyn bûse de skoalle yndrage. En neat sizze. Yn dat ponkje kin er dij net bite.’

Alvina sei: ‘Ik tink dat Free him loslit as er sjongt fan “Our flag is still there yet”.’

Free seach Alvina even swart oan. As se net gau har toet hold, soe er har in stomp yn de búk jaan. ‘In grutte mûle liket moaier as er ticht is.’

Muoike Karen skille en seach om it hoekje wêr’t se wienen. Alle bern holden op fan praten. Free stoppe gau it mûske yn ’e bûse en rûn kalm de skoalle yn. Yn syn bûse hold de mûs him rêstich. Hij gong yn de twadde rige sitten. Muoike Karen hie him yn de twadde klasse setten, út de earste wei, en dêr mocht er sitte.

Muoike Karen seach oft elk der al wie. ‘Allegear oanwêzich. En ek noch op ’e tiid. Moai sa.’ Se gong oerein fan har tafel en nei it oargel ta. ‘Moai, iderien, lit ús fan ’e moarn op ’e tiid sjonge. Gjûn treuzelers hjoed. En do ek, Tom.’ Se gong op it oargelkrukje sitten en begûn de earste noaten fan it folksliet te spyljen. Iderien seach even nei Free syn bûse. Tom net. Foarsichtich loek Free it ponkje út ’e bûse. De mûs waard benaud en rôle himsels stiif op. Free loek it slútkoardsje los en bûgde doe foaroer om de mûs derút te skodzjen. In nuvere droege-molkelucht kaam tagelyk mei de mûs nei bûten. De grize mûs kaam op de mei oalje ynwreane flier telâne en rôle oer de kop. Dêrnei gong er sitten. Hij hie wite snorhierkes. Dy wibelen stadich hinne en wer, as de poaten fan in langpoat. Alle famkes tilden de fuotten omheech en gongen dêrop sitten. Muoike Karen begûn te sjongen. Allegear dienen se fluch mei op de twadde noat, dat se mar net achterom nei har sjen soe.

Karen die de holle achteroer en song “O say can you see”. De mûs koe net oer dat mâle lûd. Hij skodde syn kopke en draafde ûnder de bankjes troch rjocht op de oargelmuzyk ôf. De famkes gierden en de jonges songen ynienen o sa heech. Muoike Karen draaide har al spyljend om, om te sjen wat der allegear te rêden wie. Ut har eachhoeken wei heinde se in glimp fan de mûs op. Se pipe ek en sprong yn ien beweging op it oargelkrukje. De muzyk swijde en de mûs wie fuort.

Muoike Karen sloech de earms om harsels hinne. Har lange skonken hold se sa stiif tsjininoar oan, dat se krekt twa oan elkoar fêstspikere angels liken. ‘Jonges! Jonges! Fang gau dy mûs. En jimme famkes, bliuw dêr’t jim binne.’

Tom en Tim knypeagen even slûchslim nei elkoar, sprongen út har bankje en begûnen de mûs te sykjen. De oare jonges holpen mei. Der waard in protte hinne en wer draafd en raasd, en tsjin bankjes oanbotst. Free fûn it ferstandich om ek te helpen, oars soe muoike Karen har wat begjinne ôf te freegjen. De famkes rôpen de hele tiid troch en bleauwen op har fuotten sitten.

Tom Robson wie op skoalle de sterkste en hij treau it oargel bij de muorre wei. Wylst er dat die, stjitte it oargel tsjin de kruk oan dêr’t

muoike Karen op stie. Se raasde en wankele en skaaide mei de earms as in perronwachter dy't in trochgeande trein stopje litte wol. Op it lêst fûn se har evenwicht wer werom.

Free koe krekt achter it oargel krûpe. Dêr, ûnder it pedaal, wie de sturt fan de mûs. Hij sykhelle even djip, hold tomme en wiisfinger klear as in kat, en snipte de mûs bij syn sturt. Mei in piipgelûdsje kaam de mûs út syn skûlplak te foarskyn. 'Ik ha him,' rôp er.

'Bist der wis fan?' rôp Karen.

'Sjoch mar.' Free kaam achter it oargel wei en hold de mûs omheech. Hij hold him fêst sa't Tom it bûtendoar dien hie. Hij fûn himsels in held. De famkes waarden stil. Se stoarren nei Free en de mûs. 'Sil ik him deameitsje?' frege er.

'O heden nee,' sei muoike Karen. 'Dat wol ik net ek noch op myn geweten hawwe. Nee, draach him mar nei bûten en lit him dan los yn it gers.'

Free droech de mûs hoeden it middenpaad del. Twa kear besocht de mûs bij syn eigen sturt op te klimmen en twa kear moast er even skodzje om him op de kop te hâlden. Free die de doar mei syn linkerhân iepen en liet de mûs bûten yn it gers los. Op syn fingerseinen, dêr't er de mûs fêsthouden hie, hie er in wat skilferich gefoel. Hij roste dat der oan syn bokse ôf. Doe gong er nei binnen, nei syn bankje ta.

Muoike Karen lake him breed ta. 'Tankjewol, Free.' Se klom fan it oargelkrukje ôf. 'Hearken, wie dat net nuver dat der in mûs de skoalle ynkommen is, wylst it bûtendoar maityd is en waarm?'

Iderien siet stil en sei neat. Alvina siet yn de rige fan de tredde klasse. Se ridele in pear kear hinne en wer op har bankje. Doe seach Free út syn eachhoeke wei dat se har hân opstiek.

'Ja Alvina, wat is der?'

'Ik wit wa't de mûs loslitten hat.'

'No, Alvina, we witte allegear dat Free him ... O, do bedoelst, ien hat him der hjir ynbrocht en him dan rinne litten?'

Alvina knikte stadich.

Muoike Karen stie stokstil. 'Wa dan?'

Alvina wiisde stadich mei har finger. 'Hij, Free.'

'O, kom no, dat wie ús held doe't er de mûs fuortbrocht.'

'Mar Free hat it toch dien. Ik ha 't sels sjoen.'

Muoike Karen sei: 'Jim witte dat ik net fan sokke doerakken hâld.'

'Mar hij hat it toch dien.'

'Miskien,' sei Karen, 'is it ienfâldiger om Free sels te freegjen. Free?'

Free liet syn eagen stadich nei de grûn sakje. 'Free? Sjoch mij oan.'

Op de ien of oare manier slagge it him om wer op te sjen. Doe, deaûngelokkich, knikte er.

De hele skoalle wachte om te sjen wat der no barre soe. Alle eagen skeaten fan muoike Karen nei Free en wer werom.

Karen koe dat fan har muoikesizzer amper leauwe. Har eagen waarden iiskâld.

Louise stiek de hân op. ‘Ja, Louise?’

‘Tom hat him dat ynskúnd. Tom hie dy mûs yn it gers fongen en yn syn tabakspunge stoppe. Doe hat er him oan Free jûn om him los te litten as jo op it oargel begûnen te spyljen.’

‘Ooo!’ Muoike Karen draaide har stadich om nei dêr’t Tom siet. Dy seach Louise alderferskuorrendst lilke oan. Hij soe har yn it skoft wol krije. Louise stiek de tonge nei him út. Se hie noch de smoar yn op him fanwege wat er in pear kear mei har útthefde hie yn de lege pleats skean tsjinoer de skoalle.

‘Is dat wier, Tom Robson?’

Tom seach har rjocht yn de eagen. ‘Ja, dat is wier.’

‘Do hast him yn in tabakspunkje stoppe?’

‘Ja, helendal. Yn in echte tabakspunge.’

‘Dat dan rooksto dus, Tom?’

‘Ja, dat is sa.’

‘Rooksto ek op it skoalplein?’

‘Jawis, wêrom net. Dit is in frij lân, toch?’

‘Goed dan, jongehear Tom. Do meist hjir foar straf even yn de hoeke stean.’

‘Nee.’

‘Nee? Bedoelst datst dat net wolst?’

‘Nee, dat hoech ik net.’

‘Goed dan, dat sille wij dan noch wolris even sjen, jongeman.’ Karen rûn it middenpaad del, griep Tom bij it skouder en skuorde oan him. Tom pakte gau de râne fan syn bank beet.

‘Lit dy bank los.’

‘Nee.’

Muoike Karen seach in liniaal op syn bank lizzen. Dy pakte se en se begûn him dêrmei op syn knokkels te roffelfjen om syn fingers los te krijen fan de râne. Mei har oare hân loek se oan syn kraach. Tom lake har út. Dêr waard se poer om. Se hufte wyld op syn hannen om. Doe’t er syn bank noch altyd net loslitte woe, draaide se de liniaal op syn kant en begûn se mei de metalen râne op syn bleate knokkels te slaan.

‘Aul! âle Tom. ‘Dat is net earlik.’

‘Lit dan los!’ Karen gong troch mei op syn hannen yn te snijen. Tom syn knokkels begûnen te blieden. Op it lêst moast er wol loslitte. Muoike Karen joech Tom in ruk en hij trûzele út syn bankje oer de flier. Se begûn him te skoppen. Se hie teannen sa puntich as in houwel. Dat

die Tom noch searder. Hij begûn te janken as in lyts jonkje. Op it lêst klaude er oerein en draafde er nei de hoeke, en dêr gong er stean. Free skamme him foar Tom. En ek foar muoike Karen.

‘Sa dan,’ sei Karen. ‘Ik leau dat we no witte wa’t hjir op myn skoalle de baas is.’ Se wiisde nei Free. ‘En wat dij oangiet, jongeman, as ik jûn thúskom, sil ik mei jim heit prate.’

Free syn mage begûn te fielen as in tabakspûdsje dat stiif tichtlutsen wie.

Doe songen se mei har allen lûd en helderop “The Star-Spangled Banner”. Dêrnei waard earst lêzen. Free moast mei syn lêsboekje nei it foarlêsbankje komme. Hij hie al ien side foarlêzen doe’t muoike Karen him stoppe. ‘O ja, Free, net sjen no, mar hoe skriuwe wij ek al wer it wurd “believe”?’

Free hie muoite mei de ‘ie’ en de ‘ei’. Hij hie de earste klasse oerslein dêr’t se dat learden. Wanhopich seach er om him hinne. Nei wat der dy moarns foarfallen wie, woe er o sa graach syn muoike behaagje. ‘B-e-l-...’

‘Gean troch.’

Op syn foarste bankje besocht Everett Free syn oandacht te lûken. ‘Gean troch, Free.’

‘B-e-l ...’

‘Free,’ flústere Everett achter syn hân. ‘...i-e-v-e.’

‘Hee dêr,’ snorre muoike Karen. Se seach ferheard nei Everett. ‘Hoe witsto hoest dat wurd spelle moatst?’

‘Dat haw ik thúsfan Free heard justerjûn.’ Karen biet har op de lippe.

‘O.’

‘Ik help myn broer graach. Want hij rêdt mij fan de sigeuners.’ Alle bern moasten laitsje. Tom, yn syn hoekje, noch it lûdst. Karen moast doe ek wol laitsje.

‘Goed dan, Everett. O sa betanke foar dyn help. Mar Free moat sels leare te spellen, hear. Lês no mar wer yn dyn eigen lêsbboekje. Ja?’ Everett doek achter syn boek wei.

‘Free, wat wie dat rymke ek al wer dat ik dij ris leard ha oer de “i” en de “e”?’

‘In “i” foar “e”, behalve nei in “c”, en wannear sein as “ee” yn “neighbor” en “weigh”.’

‘En hoe spelst it no?’

‘“B-e-l-i-e-v-e.”’

‘Moai sa. Gean mar troch mei lêzen.’

It wie gleon yn it middeisskofft. De bern ieten har lunsj ûnder de

beammen op. Mar Peter en Gladys kroepen ûnder it ôfdakje oan de noardkant fan it koalehok en ieten har iten dêr allinne op. Dat wie it plak dêr't de hûnen fan de bern opsletten waarden as de bern op skoalle sieten.

Al gau gongen Paul en Hesta dêr hinne om te sjen wat Peter en Gladys dêr útheefden, want it wie dêr o sa stil. It iten moasten se al lang ophawwe. Fuort dêrnei wienen dy twa ek weikrûpt ûnder it ôfdakje.

Tim mocht Hesta hast like graach lije as Paul. Hij rûn dêrhinne en seach nei binnen. Wat er dêr seach, makke him lilke. Sa lilke, dat er begûn te razen. Free gong der ek hinne om te sjen. Earst koe er neat gewaar wurde, want it wie sa tsjuster ûnder it ôfdakje. Nei in skoftke wenden syn eagen en koe er har sjen. Daalk sloegen de kleuren him út. Tim seach noch in kear. Doe trape er tsjin de sydkant fan it ôfdakje. 'Ik gean nei binnen en sis it tsjin de juffrou, hear.'

Paul warskôge him: 'Do krijst gjin beurt bij myn faam. Want ik hâld fan Hesta.' Catherine Haber gong stikem nei de oare kant fan it ôfdakje. Hommels skeat se oerein; se sykhelle djip.

"Jim smoarge jonges. Wat jim dêr dogge. Skamje jim wat, skande, skande, skamje jim dea.'

Hesta hie it drok, mar se wist dat se better fan har ôfbite koe, oars soe Tim har yn de problemen bringe. 'Wachtsje even graach, Tim,' sei se tusken de bedriuwen troch. Se prate o sa leaf. 'As hij mei mij klear is.'

'Goed, ast it mei mij dwaan wolst, Hesta.'

Free fielde him sa gleon, hij koe mar amper stean bliuwe. 'Mei ik ek in kear?'

'Nee,' sei Paul. Hij klonk lilke. 'Mei hij ek in kear, Hesta?'

'O,' sei Hesta, 'ien kear dan? Fan mij mei it.'

Tim stiek Free in fûst ûnder it kin. 'Hesta hoecht it toch net mei trije jonges te dwaan?' Syn swarte eagen rôlen yn syn holle om as dy fan in lilke baarch. 'Dat is net earlik.'

'En dat seisto,' sei Free, him ek grimmich oansjend. Peter en Paul makken nuvere lûden bij it op en del wippen op de famkes. De buken fan de famkes klonken as wettersekken. Al gau moast Free ôfgrysliek noadich pisje. Hij begûn nei it jongeshúske te draven. Ien fan syn skonken rûn er stiif mei.

'Wêr giest hinne?' rôp Tim him nei. 'Wacht even, ik moat ek.'

Free keas it earste gat yn it húske. Mar hij koe net goed rjochtsje. Tim keas it twadde gat. Hij koe ek net tûk wetterje. Free leunde helendal foaroer en doe koe er der op it lêst rjocht yn op wetterje. Der kaam har in bûthúslucht temjitte út de twa gatten. Tim seach nêst him om te sjen wat Free hie en seach doe nei himsels. Hij begûn te laitsjen. Syn swarte eagen waarden brún.

‘Tsjong, ik doar te wedzjen dat wij mei sa’n hurdenien elke piswedstryd op de wrâld winne koenen.’

‘Mar hjir net.’

‘Lit ús achter it húske gean om te sjen wa’t it fierste pisje kin.’

‘Goed.’

Beide sleaten se de stroom ôf, en se stieken har apparaat werom yn de broek. Se holden it teplak út de binnenkant fan har broeksbûse wei, foar it gefal dat ien har ûnder de beammen sjen soe. Mar der wie gjinien. Tim kraste mei de tean in streep yn it gers.

‘We geane nêstinoar stean en sjitte hjirwei.’

‘Noch altyd kamp,’ sei Tim. ‘Fergemy, en no ha ’k gjin wetter mear foar de wedstryd.’

‘Ik ha noch wat oer.’

‘Hee, wat dogge jim?’

Beide waarden se kjel, en se seagen skuldich achterom. It wie Tom. ‘Wat dogge jim?’

‘Niks.’

‘In piswedstryd, hê?’

‘Och, we makken allinne mar wat wille, Tom,’ sei Tim.

‘Ha! Dat jim twa lytse ûnderkrûperkes tochten dat jim fier pisje koenen, h’n? Wacht mar, dan sjogge jim in kampioen yn aksje.’ Tom helle syn eigen apparaat foar it ljocht. Dat wie slop noch grutter as harres stiif. ‘No goed sjen.’

Louise kaam op har ta, mar doe’t se seach wat er dwaan soe, draaide se har fuort om en rûn se op de beammen ta.

Tom kniep syn apparaat ticht en treau in pear kear yn syn búk, as makke er syn ding sjitklear, oant er read yn it gesicht waard, en liet it doe fleane. Der spuite in lange giele striel út, dy’t de tichtstbijsteande peal yn it stek trof.

‘Allemachtich!’ rôp Free. ‘Wat in spuiter. Jonge jonge.’

Tim liet syn ding los en die net mear oan de wedstryd mei. Hij knope de gulp ticht.

‘Man,’ sei Free, en die ek net mear mei. Der klonk in skille oan de oare kant fan de skoalle.

‘No, ik tink dat it middeisskoft foarbij is,’ sei Tom, en knope de gulp ek ticht. Tom lake grutsk as de grutte kampioen. Alle trije haasten se har nei de foardoar. Peter en Gladys, Paul en Hesta kroepen ek ûnder it ôfdakje wei en rûnen achter har oan. It like as hie iderien dy middeis fûleindich tikjeboarte.

Muoike Karen die it grammatikaboek ticht dat se yn de hân hie. It wie trije oere. ‘Moai sa, dat is wol genôch foar dizze wike. It is freedtemiddei

en ferhaaltsjetiid. Dat wol sizze, as jim allegear oppassend west hawwe.’ Se suchte. ‘Mar eigenlik hat dit foar ús net sa’n goede dei west. En dat begryp ik net. Fjouwer dagen dizze wike hawwe jim allegear lytse ingeltsjes west, neat mis mei, en dan ynienen hjoed ... no, it wie krekt as kaam de duvel yn jimme of sa. Mar ja, ik bin te wurch om jim allegear mei mear skoalwurk te straffen. It is makliker om jim foar te lêzen. Boppedat’ - hjir glimke se har allegear wat ferguodlikjend oan - ‘bin ik wol wat nijsgjirrich nei wat der no gebeure sil yn ús ferhaal. Jim ek?’

‘Ja juffrou,’ rôp iderien. Se wienen allegear bliid dat se der sa maklik ôfkamen. Fluch rêden se har bankjes op en gongen se rjochtop sitten. Dat wienen de regels fan de juffrou foardat se har begûn foar te lêzen. Muoike Karen pakte in grut read boek fan har tafel en sloech dat iepen bij in blauwe siden bledwizer. ‘Even sjen. Wa kin mij fertelle wêr’t we bleaun wienen? Gau even.’ Der gongen wat hannen omheech.

‘Free?’ Free seach nei it plafond om goed nei te tinken.

‘Lang lyn wie der dy Eurytion dy’t heal man en heal hynder wie. Fan syn heupen ôf wie er as in man en dêrûnder wie er as in hynder. Hij hie twa earms en fjouwer skonken. No, dy Eurytion, dy prebearre in kear út te naaien mei de breid. Dy hjitte fan Hippodamia. Dat makke Pirithous, de brêgeman, woest en hij jage Eurytion út de feestseal. Dat wie in grutte fjochtpartij.’

‘Hoe neamden se dy skepsels dy’t heal minske en heal hynder wienen?’

‘Sentaurs.’

‘Moai sa, Free. Goed ûntholden.’

‘Binne der no ek noch sentaurs?’

‘Nee Free. Wat we lêzen hawwe is allinne mar in ferhaaltsje. Sabeare, snapste, optocht.’

‘Der hawwe dan noait sentaurs bestien. Echt net?’

‘No ja, yn dit ferhaal wie der wol ien.’

‘O. Dan hat der miskien oait toch wol ien west?’

Karen glimke. ‘Lit ús dan mar sizze dat der oait in pear west hawwe, en trochgean mei it ferhaal. Goed?’

Free stiek de hân wat omheech. ‘Stel dat der hjoed noch in pear wienen, wêr soenen dy dan weikomme?’

Karen lake. ‘No, miskien wie de mem dan in merje lykas Daise bij jim thús, en de heit in man as jim ...’ Dêr hold se op. Se loek har gesicht yn tearen. ‘Lit ús fierder gean mei it ferhaal sels.’ Se gong op de râne fan har tafel sitten en begûn te lêzen.

Free harke en seach wilens ta it rût út. Hij moast altyd nei de loft sjen as er it allegear folgje woe. Yn it ferhaal stie dat net alle sentaurs sa woest as Eurytion wienen. Chiron wie in goede sentaur. Hij wie in grut

jager. En in goede dokter. Hij koe harpspylje. En profetearje. En wie in goed ûnderwizer. Guon fan syn learlingen waarden generaal. Syn bêste learling waard úteinlik in ferneamd dokter, Asclepius, dy wie sa goed, dy koe de deaden wer libben meitsje. Chiron waard sels bekend as sa'n grut ûnderwizer dat Zeus, de God dus, him tusken de stjerren pleatste. Hij waard it stjerrebyld Sagittarius. Ut.

Free stiek noch in kear de hân op. 'Ja Free?'

'Stel dat der sentaurs wienen, en der wienen twa fan, koenen dy dan harsels ynspanne foar in ploege en hinnegean en op it lân ek sels allinnich ploegje, sûnder dat der ien bij wie om har mei de leie te mennen?'

Muoike Karen skuorde har ljochtblauwe eagen like fier iepen as syn heit soms die as er ferbaasd wie. Doe moast se o sa laitsje. Se lake oant it heel nuver begûn te lykjen. 'O Free, leave jonge. Do hast soms de frjemdste ideeën.' Free fielde dat se him allegear útlaken. Hij krige in kleur.

'Free, do bist sa ... ik krij suver sin om it dij mar te ferjaan datst fan 'e moarn dat grize mûske loslitten hast.'

Doe't Free dy jûns thúskaam, die er syn wurk sa goed as er koe. Hij helle kolven op en soarge derfoar dat er allinne droege útkeas en gjin wiete út it bargefretten. Doe't er de aaien fandele, socht er spesjaal om nije nêsten, want yn de maityd besochten brodske hinnen har aaien foar de minsken te ferskûljen, ûnder de nôtkrêbe, op de heasolder, of boppe op de bulte strie dêr't de mosken graach har nêsten ferstoppen. Toch fertelde dy smoarge muoike Karen oan de iterstafel oan syn heit en mem oer de mûs yn de tabaksponge. Earst like it dat syn heit de skearriem krije soe om him in wan te jaan. Mar even letter barste er yn laitsjen út. Hij sloech himsels op syn knibbel en foel hast út syn leunstoel.

Muoike Karen waard lilik. 'Dan joust dy jonge dus gjin straf?'

Alfred stiek de finger nei har omheech: 'As iksels soks ek dien haw? Nee hear.'

Karen loek har lippen stiif opinoar. 'Dan woe ik wol dat ik him fan 'e moarn sels straf jûn hie.' It wie mar goed dat muoike Karen neat wist fan de fierpiswedstryd achter de húskes.

Free ❁ 17

Yn muoike Karen har reade boek stienen gjin plaatsjes fan dy sentaurs, dat Free hie gjin idee hoe't dy twa delen, minsk en hynder, oanelkoar

fêst sieten. Gong it minskedûns om de nâle hinne sûntsjes oer yn it hynstehier dêrûnder? As de sentaur wetterje moast, liet er it dan gewoan yn it gers rinne? En as in sentaur in minskeholle hie, skamme er him dan net as er yn it lân wettere en poepte wylst iderien it sjen koe?

In pear sneonen letter ried dikke John mei syn hynder-en-buggy it hiem op. Hij hie in oar hynder bij him, dat achter de buggy oan rûn. Dat oare hynder wie in grutte swarte knaap. Hij stapte hieltyd fansiden, gisele mei syn sturt en grânzge heas yn himsels. It wie in ûnbidich meunster.

Free wie yn de skuorre en koe earst net hearre wêr't syn heit en dikke John it oer hienen. Syn mem kaam út de foardoar om even te groetsjen, mar doe't se dat grutte swarte hynder seach, gong se wer yn 'e hûs. Even letter stie se mei muoike Karen foar it keukensrút, as socht se ien. Free wist wol wa't se sochten - him. Dat hij rûn foarsichtich nei de keallestâlkant fan de skuorre om út it sicht te bliuwen. Der soe wat op it hiem gebeure dat lytse bern net sjen mochten.

Free seach hoe't syn heit en dikke John it grutte hynder achter de skuorre brochten. Dat wie it plak dêr't de manlju dingen dienen út it sicht fan it keukensrút.

Syn heit sei: 'Ik wit net wêr't dy jonge fan mij bedarre is.' Dikke John waggele mei. De iennige manier wêrop't dikke John nei foaren bewege koe, wie troch syn grou liif fan links nei rjochts te swaaien.

'It kin echt gjin kwea as er it sjocht. En dat soe in goed ding wêze.' 'Tinkste?'

'Jawis. Ik wit al fan fokken salang't ik it mij herinnerje kin.'

Alfred lake. 'Ha. Dan bisto hjoed de pilesuteler, ikke net.' Dikke John lake mei syn grouwe lippen.

'Hoe dan ek,' sei Alfred, 'ik wol dat dy jonge noch in jier wachtet.' Hij rôp lûd: 'Free?'

Free soarge dat er goed ferskûle stie achter in grut spinreach foar it rút fan de keallestâl. Dit wie de iennige kear dat er syn heit net antwurdzje soe.

'Hij sil wol yn de beammantel oan it boartsjen wêze,' sei Alfred op it lêst.

Dikke John sei: 'No dan, wêr hast dy Fan fan dij?' Free skuorde syn eagen op. Dat wie it dus wêrom't syn heit dy moarns allinne Fan yn de skuorre holden hie.

Alfred helle Fan op en naam har mei nei bûten. Dy Fan hie er krekt op in boelguod kocht. It wie in jonge merje mei in reade facht. Har sturt en moannen wienen sa swart as de swarte facht fan it hynder fan dikke John. Fan rûn mei de sturt wat omheech, as in swabberstok dy't droegje moast. Sa gau't it grutte swarte hynder Fan roek, begûn er mâl te dwaan.

Dikke John koe him mar amper ûnder kontrôle hâlde. It swarte hynder flibe dikke John syn hân derûnder dêr't er him bij it bit fêsthôld.

Alfred lake senuwachtich. 'Hast gelyk, John. Dy dekhynst fan dij hat gâns ambysje.' Hij loek Fan nei de hynst ta. Fan wie net wis oft se de hynst wol lije mocht. Har sturt klapte stiif nei ûnderen. De hynst woe har omtriuwe. Doe biet er har.

'Hee do, bliuw in hear,' sei dikke John. Der ferskynde in swarte kneppel ûnder de hynst. Doe't er him omkearde, koe Free dy dúdlik sjen.

Wat in apparaat. Dêrbij fergelike hie Tom Robson niks. De hynst biet Fan noch in pear kear. Dat begûn Fan lekker te finen. Se brinzge, hold de kop omleech, en dûnse net mear bij him wei. Ynienen, as in stoomlokomotyf dy't bij in heuvel opstode, gong de hynst op de achterpoaten stean en sprong er boppe op Fan. Tagelyk ferdwûn syn apparaat ûnder Fan har sturt. Dikke John rikte mei de hân om de hynst te helpen, mar dy koe it sels wol. Doe begûn er op Fan om te hompen sa't Peter op Gladys dien hie, doe dy kears ûnder it ôfdakje bij skoalle.

Alfred en John stienen te sjen. Se leunden beide op ien foet mei de hân yn de bûse. Al gau begûn de hynst te skodzjen en liet er de kop hingje. Fan wankele ûnder him hinne en wer om him drage te kinnen.

'No,' sei dikke John, 'dyn nije fôle is no ûnderweis.'

'Kinst dat garandearje?'

'Bij Swarte Charlie is elk skot in einfûgel.' Free loek syn eagen oan skreefkes. Hee. Dat wie wat de hoanne mei de hinnen die, de bear mei de sûgen, en har hûn Tricks mei de hûn fan buorman Bowman, alle kearen dat dy bij har kaam. Dat moast wol lekker wêze, oars dienen se it net sa faak. Mar Free koe him absolút net begripe wat dêr no de aardichheid fan wie. De hynst glied del. Hij skodde de kop. Hij seach de wetterbak en loek oan syn tou om dikke John witte te litten dat er ferlet fan drinken hie. Dikke John liet him meilûke.

De hynst dronk in heel soad. Nei in skoft miigde er oer de grûn, rjocht foarút, as in wetterslange. Dat wie wierskynlik sa't de sentaur it dwaan soe. Syn heit naam Fan mei nei de hikke, helle it halstou der ôf en liet har foar dy dei frij. Se rûn as hie se de jicht.

In wike letter kaam syn heit mei in boere-arbeider thús. Dy hjitte fan Guy Baker. Guy wie krekt oankommen út it âlde lân en hie oare klean oan. Syn skuon wienen foaral frjemd; der sieten grutte hurde rûne snuten oan. Je koenen der in slaai op falle litte sûnder de teannen dêryn sear te dwaan. Alfred hie him ynhierd omdat se yn 'e hûs gjin help fine koenen foar syn mem. Muoike Karen moast nei de simmerskoalle yn Sioux City om in bettere juffrou te wurden, oars hie dy Ada helpe kinnen. Dat

Alfred moast Ada helpe, de klean waskje, en jûns skûtelwaskje, wylst de arbeider it wurk op it hiem die dat oerbleau.

Op in dei reinde it. Alfred koe gjin reinige-deiputsjes betinke, dat Guy hie even neat te dwaan. Hij sei: 'It is in goede dei om even op de heasolder te lizzen foar in knipperke.' En hij rûn nei de skuorre.

Free pakte dat reade boek út muoike Karen har keamer boppe en kroep yn de foarriekeamer. Hij lies mei eigen eagen it ferhaal oer dy sentaurs noch in kear, wylst er tagelyk sa no en dan oan de ûnderkant slikke fan de nije sek mei sûker, dêr't it stiksel wat losgongen wie. Tsjin de ruten spetteren hieltyd sachte buoikes. Nei in skoftke, wurch fan de hele tiid deselde ferhalen te lêzen, en sêd fan allinne mar sûkerslikjen, begûn Free him ôf te freegjen wat har arbeider Guy dêr útheefde, boppe op de heasolder. Hij lei it reade boek del dêr't er it yn Karen har keamer fûn hie, en fûn in âld spikerstoffen jas fan syn heit. Dy loek er oer syn holle en bleatsfoets drafke er nei de skuorre.

Free tocht dat er miskien in grap úthelje koe mei Guy, wylst dy op de heasolder lei te sliepen. Hij woe de ljedder opslûpe en sa tichtbij komme, dat er Guy syn noas mei in strieke kidelje koe, dat er tocht dat der in spin oer syn gesicht rûn. Hoeden stiek Free de holle troch it ljedderslûk en seach om him hinne. Earst seach er Guy net. Op in reinige dei wie de heasolder frijwat skimerich. Boppe yn de naal paradearden in pear downen. Se koerden. Soms bouden se oare downen wat nei. De pakedo, in donkerread mantsje fan wol twa foet lang, koerde helendal net. Gjiniën baude him nei. Free hearde wat risseljen. Hij seach noch in kear hoeden om him hinne en soarge derfoar dat de soallen fan syn bleate fuotten op de glêde houten trimen fan de ljedder gjin piipgelûd makken.

Guy siet rjocht ûnder de naal heal oerein op wat hea, beskynd troch in striel ljocht út de naal. Free stoarre. Guy boarte mei syn ding. Dat wie noch grutter as dat fan Tom Robson. En Guy siet dêrnei te stoarjen as koe er net leauwe wat er dêr seach. En wat langer dat er dermei boarte, wat mear syn eagen it net liken te leauwen. Ynienen moast Guy gau op 'e side lizzen gean om net wat spul oer de foarkant fan syn overal te krijen.

Wat yn 'e goedichheid? Sûntsjesoan klearren Guy syn eagen op en koe er wer sjen. Hij knope de klean ticht. Doe seach er Free stean te sjen.

'Hoelang stiesto dêr al?'

'Wat dochsto dêr?'

It wie dúdlik te sjen dat Guy bang wie dat Free miskien oan syn heit fertelle soe wat er sjoen hie.

'Kom hjir mar ris en ik sil dij leare hoest ek in soad wille ha kinst.'

Dat hie te meitsjen mei wat de hynst mei Fan dien hie.

‘Wat wie dat spul dat der út dij kaam?’

Guy besocht grappich te wêzen. ‘Sûpe.’

‘Echt wier?’

‘Minskesie.’

‘Sa as fan slaad?’

‘Ja.’

‘Komt minskesie ek yn de grûn op?’

‘Ik bin bang fan net. It moat yn in frou plante wurde.’

‘As mei in hynst yn in merje?’

‘Ja. Dat hast goed foar ’t fêrstân.’

‘Wêrom dochst dyn sie dan net yn in frou yn pleats fan yn it hea?’

‘Omdat ik noch net troud bin.’ Guy gong rjochtop sitten, mei de earmtakken op de knibbels. It aroma fan droech hea wie as de rook fan hurd opdroege huning op it lid fan in huningpot.

Der foel wer in buoi op de skuorre. Dat klonk wol smûk sa op it dak. De downen holden der net fan om sa opsletten te sitten yn de naal. Reinwetter wie gjin aardichheid oan om yn om te fleanen. Se narren elkoar mei de snaffel. Op it lêst pikte ien fan de donkerblauwe downen nei de donkerreade pakedo. Pake do spatte omheech en fladdere wyld mei syn grutte wjokken en koerde as in bolle mei in leech grânzgjend lûd. Dat makke de oare downen bang. Dêrnei sieten de oare downen wer even stil.

‘Jonge, bisto al mei dyn rjochterhân troud? Frou Hânpalm?’

Free stapte in pear trimen leger, en loek de holle werom.

‘Ik nim oan datst no fuortdraafst en it jim heit fertelst?’

Free stiek de holle wer troch it solderlûk. ‘Wolst wat foar mij dwaan?’

‘O jawol. Sis it mar.’

‘Mij helpe in sentaur te meitsjen?’

‘In ... wat?’

‘In sentaur. Dy binne heal hynder en heal minske. De ûnderste helte is in hynder en de boppeste in minske. Fan de nâle omheech.’

Guy wist it ynienen wer. ‘Hee, dat is wier ek. Ik ha dêr oait in plaatsje fan sjoen. Ik wit noch dat ik doe tocht dat in boer har moarns gewoan sizze koe wat se dy deis dwaan moasten en dan wer op bêd gean koe.’

‘Ja, dat tocht ik ek,’ sei Free, oerémis, bliid dat Guy it begriep. It wie allinne mar bedoeld om heit te helpen. En allinne mar nei de sentaurs sjen soe ek al prachtich wêze.

‘Wat hiest yn ’e holle, jong?’

‘We kinne in foarkestok nimme en dêr oan ’e ein in gatsje yn boarje, der dan in fuotsiker yn stekke mei in lang lont, der dan wat fan dyn sie bij dwaan, dat dan yn Fan stekke sa’t de hynst die mei syn ding, en dan de lange lont oanstekke en de fuotsiker yn har ûntploffte litte.’

Guy fluite. ‘Wat in fantasy.’
 ‘No, je moatte toch dat sie op de ien of oare manier yn har opsjitte.’
 ‘Dyn Fan sil dy foarkestok ferdomde kâld fine ferlike mei it ding fan de hynst.’
 ‘Kinne we dan dy stok earst net wat opwaarmje?’
 ‘En ik leau dat Fan dy ûntploffing ek net noflik fine sil.’
 ‘Wurket dat dan dus net?’
 ‘Gjin inkelde kâns op, jonkje.’ Free loek syn holle werom. ‘Wêr giest hinne?’ Free antwurde net. Der foel wer in buoi op it skuorredak. It klonk as stieken hûndert miljoen mûzen in brêge oer. Free rûn yn de rein werom nei hûs.

It reade boek loek Free net mear oan. Ynpleats dêrfan pakte er de Bibel fan it balkje ûnder de tafel en socht de haadstikken op dêr’t alles oer de fjildslaggen yn stie dy’t David leverje moast foardat er koaning wurde koe. Dy jûns, wylst er de keallen dreagemolke boarnde, hearde er Guy oan syn heit fertellen oer hoe’t Free him sentaurs meitsje litte wollen hie.

Syn heit lake. ‘Dat is al ris faker besocht. En sûnder sukses, nei’t ik wit.’ Free koe fernimme dat Guy bij syn heit pinfiske oft hij it him ferteld hie. Guy hie syn heit net alles ferteld.

Free * 18

Guy Baker moast wer fuort. Ada begûn har wer heel wat better te fielen en Alfred koe sels syn wurk wer oan. Free holp ek in bytsje mei op it hiem. Alfred krige begrutsjen mei Guy en besoarge him in baantsje bij in boer tichter bij Bonnie. De earste jûns doe’t Guy fuort wie, sei Alfred tsjin Free dat er de kij helje moast.

‘It is heech tiid om te melken.’

Free skytskoarre der tsjinoan. ‘Alde Tom mei mij net lije, heit.’

‘Toe jong, helje se no mar op. Gjinien ko is op it stuit deunsk, dat âlde Tom sil dij net lestich falle.’ Free koe it gat dêr net útwine. Hij snijde in stik ôf troch de beammantel en kaam op it lân út krekt dêr’t de kij weiden. Alde Tom stie it tichtst bij it hiem. Dat betsjutte dat, neidat Free de seis kij dy’t se molken útsocht hie, hij se dan foarbij it plak driuwe moast dêr’t âlde Tom oer in read hokling de baas spile. Free rûn stilwei troch de keppel kij hinne. Sûntsjes stjoerde er dy’t er ha moast yn de rjochting fan de pleats. Yn it koarte gers makken syn bleate fuotten amper gelûd. Syn teannen wisten wol hoe’t se de kowepankoeken mije moasten, wylst syn eagen de bolle goed yn it fizier holden.

Alde Tom seach in pear kear om him hinne, wylst er de grutte wite

kop hinne en wer swaaide om de miggen fan syn skouder te jeien. Oan 'e oare ein wie syn koarte sturt krekt in wynmole. It read hokling hold er goed yn it each. As dy in stap foarút die, die hij dat ek.

Free dreau de seis melke kij stadich foar him út. Alde Belle hie sa'n swier jaar, dat der bij elke stap molke út spuite. Syn heit hie gelyk dat it heech tiid wie dat se molken waarden. Ynienen besleat de ko dy't Spot hjitte dat se even mâl dwaan moast. Se wie jaloers op it reade hokling. Se kearde om, draafde streekrjocht bij Free syn swaiende earms lâns en stode tusken âlde Tom en it reade hokling yn. Free flokte har út en gong der doe lik achteroan. Alde Tom hold net fan dy drokte. Hij stjitte nei Spot, mar miste.

Spot stiek har wite sturt omheech, en draaide wer om, om har wer bij de oare fiif melke kij te foegjen. Op dat stuit seach âlde Tom lang om let ris goed nei Free. Dy ferstive ta in hikkepeal. Hij doarst sels net de holle achteroer te dwaan om it ljochte hier út de eagen te krijen. Alde Tom liet him net wiismeitsje dat Free inkeld in peal wie mei in overal oan. Hij skrabe mei de foarpoat, liet de grutte wite kop sakje en foel oan. Free naaide út. Syn eagen seagen in leech plak yn it gers ûnder it stikeltrie. As er dat mar helje koe, dan wie er feilich. It fiede as draafden syn skonken al foardat er beweegde. Achter him daverye âlde Tom. Dy grutte wite kop wie mar in hânbreed fan syn achterste ôf. Godtank hie syn heit de bolle ûnthoarne. Hij sette noch mear gong. Hij beweegde syn earms as in flugge skjirre. Dat holp. Hij doek yn it lege plakje, glied troch op syn boarst, sprong oan de oare kant fan it stek wer oerein en yn ien beweging draafde er fierder nei hûs ta bij de râne fan it lân lâns. Dy seis kij koenen wol wachtsje. Achter Free fleach âlde Tom mei in ôfgryslke klap tsjin it stek oan. Oer de hele lingte jankte it stikeltrie yn de krammen. Alde Tom sloech oer de kop, oer it stek hinne, en kaam oan Free syn kant del. Mei ien fan syn poaten siet er yn it stikeltried fêst, mar hij raamde âljend fûl mei de poat en wie wer los. Doe, mei de kop omleech, sette er wer achter Free oan, oan de kant fan it maisfjild.

Free seach fluch foar him. Aha, noch in kûle yn it gers ûnder it stikeltrie. Hij draafde der skean op ta, en doek der glidend op it boarst ûnder troch. Oan de oare kant kaam er wer yn it lân terjochte. Alde Tom raamde wer krekt achter him mei in ôfgryslk kreakjend lûd tsjin it stikeltried oan.

‘Heit!’ raasde er nei it hiem, sa lûd as er koe.

Ditkear boarre de bolle him troch it stek en kaam yn in pear tellen wer achter him oan. Hij stode, snuwend en âljend, mei hieltyd flugger sprongen achter him oan. Foar him seach er gjin kûlen mear. Hij moast it derop weagje troch it tsjokke lange gers.

‘Heit!’

‘Bororr!’ De bolle hie him hast ynhelle. Free besleat om toch ûnder it stikeltrie troch te dûken. Hij doek langút foaroer, makke himsels sa plat as er koe, glied ûnder de triedden troch en heakke dêrbij wat mei syn boesgroen oan in skerpe punt. De bolle klapte mei in dreunend lûd tsjin it stek oan. Dêrtroch hongen de fjouwer triedden in skoftke heel slop. It like even as hie de bolle him yn de stikeltriadden fêstwrotten. Syn âljen klonk fersmoard. Free klaude wer oerein.

‘Heit!’ pipe er.

Hij hie sa’n tweintich stappen draafd doe’t de bolle himsels wer út de slophingjende triedden losmakke hie en wer achter him oan sette. Free seach nei it stek foar him. Noch twa sprongen der ûndertroch en hij hie de feilichheid fan de skuorre berikt.

‘Bororr!’

Ynienen ferskynde syn heit bij de râne fan de beammantel. Hij hie syn .410 bij him. Hij draafde in eintsje nei him ta, stoppe, rjochte, fjurre. Der gûnze him in skot hagel foarbij, dat yn de bolle achter him kletste. Dat skot wie net mear as in pear bijen dy’t heel hurd tsjin him oan fleagen. Dêr waard er net yn it minst benaud fan.

Free draafde troch. Op dat stuit begûn syn linkerside him o sa sear te dwaan. It wie as hie ien him mei in foarke stutsen. Syn heit socht ûnhandich nei in oar patroan, like dat net fine te kinnen en liet it gewear falle. Hij sette syn striehoed ôf en begûn nei de bolle te swaaïen. Hij sprong wyld op en del. Raasde.

De side die Free sa sear, hij moast dûbelteard rinne en der bij it rinnen mei de hân yn knipe. In tweintichtal stappen fierder stroffele er, en hij trûzele langút op syn gesicht. Alfred syn grize eagen skuorden wiid iepen. Doe betocht er wat. Hij stiek finger en tomme yn de mûle, azeme djip yn en blaasde fûl. Dat fluïtsjen kaam der sa skerp út, dat Free tocht dat syn earen splite soenen. Dat makke de bolle poerbenaud. Alde Tom draafde hommels in oare kant út, yn sa’n skerpe bocht dat syn hoeven oeral modder en maisplanten oer Free hinne struiden. Doe wist Alfred wer wêr’t er de oare kûgel litten hie. Hij fûn him yn syn bûse, treau him yn de .410, en rjochte op it achterein fan de útnaaiende bolle. En rekke him. Dat moat in gefoelich plakje west hawwe, want hij balte ôfgryslke lûd en stode as de wyn nei syn read hokling.

Free * 19

Free lei yn ’e hingelmatte ûnder de eskdoarnen. Troch mei de knibbels te bewegen koe er de hingelmatte suver fansels hinne en wer widzje

litte. It iennige probleem wie dat as je de matte te fier swaaie lieten, dy dan maklik omtiare koe en je dan oer de grûn tommelje liet. It wie nei it middeisiten. As de wyn wat oanhelle, warren der sinneflekkjes ûnder de eskebledsjes. Hij hie neat te dwaan.

De wille dy't se bij de deadebetinking hân hienen bij de tsjerkepicknick wie al wer sa lang lyn, dat it Free suver al wer fergetten wie. En guon dingen wist er al helendal net mear. En de wille dy't se bij de folgjende tsjerkepicknick hawwe soenen, op fjouwer july, yn it Boschpark bij Chokecherry Corner, wie noch sa fier fuort, dat it sels gjin sin hie om dêr no al oer nei te tinken. It soe noch op syn minst twa hele lange wiken duorje foardat syn mem har sels mar ôf begûn te freegjen oft se dêr ek in pear taarten en jirpelsalades foar meitsje moast. As jo op bêd gongen jûns hienen jo neat om oer te dromen foar de oare dei, oer watfoar wille jo dy oare deis hawwe soenen. Ja, sels de wylde appels wienen noch net iens ryp.

Free hearde op it bargeplak de sûgen tsieren. In hin keakele woest. In grouwe âlde sûch hie him wierskynlik krekt net te pakken krije kinnen. Syn heit sei dat in âld sûch sa no en dan graach in hin opfriet. De hin keakele wer. Free skommele stadiger en kipe troch de touwen oan 'e ein fan de hingelmatte.

Ja, it wie in hin. Dy fleach mei in brike sturt út it bargeplak wei. Bij it fladderjen ferlear er in pear fearren.

Free seach Albert ek. Dy smoarge jonge. Dêr waggele er hinne, nei de bargaen ta. Free seach him nei oant er bij it houten stek wie. Doe, wis dat Albert allinne mar troch it stek sjen woe, begûn er wer te skommelen. Hij woe dat it begûn te reinen dat it easde. Dan soenen hij en Everett har nije learzens pakke en wer troch it ûnderrûne lân plaskje. De lêste kear hie it lân echt kletstrochwiet west, en se hienen bij de dûker ompeazge. Mar se hienen gjin kûlen fine kinnen om út te testen hoefier't it yn har nije learzens lije koe. Wat hie dat in aardichheid west. De krabben hienen it net lije mocht dat hij en Everett op har boartersplakken omwâdzje koenen. Mar se koenen der neat tsjin dwaan. Teannen wienen feilich yn har nije rubberlearzens. De readwjokken hienen ek de smoar yn dat se op har lân omwâden. Guon fan dy fûgels hienen grutte reade skouderfullingen. Free koe altyd fernimme oft se bij de beek ticht bij in nêst kamen. Dy readwjokken fleagen dan leech om har hinne, har útskellend en roppend: 'O-kaa-lii-jû!' As je goed yn de gerspôlen sochten, koenen jo se fine, trije of fjouwer aikes, blauwyt mei in heel soad brune plakjes oan ien kant. 'Uk, uk' klonken de learzens dan yn de modder. En 'o-kaa-lii-jû, o-kaa-lii-jû' rôpen de readwjokken dan.

Mar krekt no wie der op it lân neat te rêden, ferlike mei de wille

dy't Sherm yn de stêd fan beppe hie. Der klonk in gjalp út it bargeplak wei. Hee. Dat wie net it gekeakel fan in hin. Doe raasden de âlde grouwe sûgen ek, snuwend as de 4 pk motor fan heit. 'Snjoe-akk-oeoe-tsjû.'

Albert.

Free skate oerein en rôle yn ien beweging út de hingelmatte wei. Hij stode de hiemhikke troch, klom oer de oerstap bij de wynmole, fleach it hiem oer, en sprong op it houten stek om it bargeplak hinne. Kristus! Albert lei plat oer de grûn en de sûgen frieten him op. Se fochten om de earste goede hap út him. Albert lei, op 'e rêch, sa lûd te jammerjen dat syn tonge syn mûle út en yn fladdere. Syn eagen seagen sa skilich, se ferdwûnen hast ûnder syn noas.

Free seach wyld om him hinne. Bij it stek seach er in weinroede yn de grûn stean. Mei beide hannen skuorde er dy derút, gisele oer it stek hinne, kaam rjocht tusken de bitende sûgen del, en begûn op de krombûgde nekken los te huffen. Tagelyk begûn er har mei syn bleate fuotten tsjin de snút te traapjen.

'Albert,' raasde er, 'oerein do, oerein!'

De âlde grouwe sûgen holden op mei yn Albert te biten en foelen Free oan. Se kamen mei de snút rjocht op him ôf. Free waard poer. Wat? Doarsten barga him oan te fallen? Hij wie Free Alfredson. In wylde gjalp parse út syn liif. Hij bonke mei syn izeren roede sa fûl en sa fluch op har platte snuten om, dat er op in aaiklopper like.

'Oerein, Albert! Meitsje datst fuortkomst, do grutte kloatsek! Wylst ik se tsjinhâld.' Mar Albert bleau dêr mar tusken de bargekeutels en de smoarge maiskolven lizzen. Syn skilige eagen bleauwen ûnder syn noas fêstsitten. Der siet neat oars op as de roede falle te litten, Albert te gripen, en him oer it houten stek te smiten.

'Juk ugg! Juk ugg!' De rûne snuten fan de lilke sûgen sieten as in bondel oanrjochtbuizen achter Free oan. Ien baarch biet Free sels stevich krekt boppe de knibbel en skuorde syn overal iepen.

'Dosmoargebliksemmijbitechè?'

Yn ien grutte sprong wie er bij dêr't Albert lei, griep him bij broek en búk, en soalde him heech oer it stek hinne. Doe, foardat de sûgen har omdraaie koenen en himsels gripe, sprong er boppe oer har hinne, en wer fan de grûn loskommend as in gershipper, sylde er oer it stek en kaam plat op it liif nêst Albert del. Pffff. Beide wienen se feilich.

De grouwe sûgen grânzgen poerlik op har beiden tsjin it houten stek oan. Ynienen klonk de roppende stim fan syn mem boppe him. 'Jonge! O myn jonge toch!' Hij rôle op 'e rêch. Dêr stie syn mem yn har lange griene jurk. Mei har beide hannen hold se har gouden hier omheech.

'Free, Free. Wat bisto toch in dappere jonge.'

Alfred kocht foar Free bij in boelguod in honkbal, en in want. En Sherm kaam in wike útfanhûs mei syn want. Free en Sherm spilen oerenlang honkbal mei de maisbak as achterfanger. Oare kant it stek nei de dongbulte ta wie in homerun. Sherm hie in kear op ien dei seis homeruns. Dêrnei moast Free dan altyd mei de smoarge bal smite. Free makke helendal gjin punten mei homeruns. Everett wol, lykwols, in tafallige stuter oer it stek. Jûns spile Alfred soms ek mei en dan hienen se echt wille. Alfred koe in curve smite en Sherm koe dy dan net reitsje foar in homerun. In curve wie wat wûnderbaarliks. Free besocht ien te smiten, mar koe de bal net yn in bôge smite.

Doe fregen Free en Sherm harsels ôf wa't it heechste klimme koe. Se klommen yn de yp dy't op it hiem stie. Everett foel bij de earste kear, dat Sherm sei tsjin him dat er mar op de grûn nei har sjen moast, mar net mear klimme moast, hie er dat begrepen?

De rige waaibeammen achter yn de mantel loek doe har omtinken. Mar de waaibeam wie it gefaarlikst om yn te klimmen. It wie lestich te sizzen wannear't in waaibeamtûke stevich wie of fan binnen ferrotte. De feilichste beam wie de esk, mar dy waarden net sa heech. De flearbeam wie mar in smoarch âld kring. En mei de eskdoarn wie it ek oppassen. Mar dy hie ien foardeel. Hij hie grouwe glêde tûken dy't horizontaal de loft yn stieken en dêr koenen je op lizzen gean foar in knipperke.

De heechste waaibeam stie bij de beek yn de greide. Dat wie in heech puntich ding! Sherm gong foarop. Hij prebearre elke tûke boppe him út foardat er de tûke ûnder him losliet. Free seach dy keunst goed ôf en folge doe de lieder, troch deselde tûken te brûken as Sherm. Boppe-yn sei Sherm dat er net wist oft er wol fierder woe. Hij sei dat er mar amper mear sykhelje koe, sa heech wienen se al klommen. Syn blauwe eagen wienen yn de hoeken swart. Free sei dat hij it dan wol besykje woe.

'Mar wêrom? Ik bin de âldste en de wiiste,' sei Sherm, 'en ik sis fan nee.'

Free seach omheech. De puntige top hie ûngefear de lingte fan in keukentrepke boppe him. De griene blêden dêr makken in sacht learachtich lûd.

'Prebearrest it dan toch?'

'Ja.'

'Goed dan, dan is it dyn eigen skuld ast dij de nekke brekst.'

Hoeden kladdere Free Sherm foarbij. Hij moast syn bleate teannen op de úteinen pleatse fan de twa tûken dêr't Sherm op stie.

'Foarsichtich no.'

'Meitsje dij mar gjin soargen.'

‘Bist der wis fan datst it kinst?’

‘Is dizze waaibeam heger as dy’t omke John kapt hat doe’t pake stoar?’

‘Soe ’k net witte. En dat kin mij ek gjin fluit skele.’

De lêste meter koe Free mar trije tûkjes fine dêr’t er him op fertroude. Heger soenen se brekke. De wyn twirre troch de griene bledsjes. In pear kear waaide syn wytgouden hier him yn de eagen. Free hold de earms om de tinne stam fan de beam hinne. It wie as siet er op de rêch fan in swak hûntsje. Hij beseach it lân om him hinne. ‘Chò!’

‘Wat is der?’ rôp Sherm ûnder him.

‘Niks.’ Free wrong de holle noch wat mear hinne en wer. ‘Ik kin John Westing syn skuorredak sjen. En de gouden bal boppe op de flagestok bij ús skoalle.’

‘Och, kom no ju. Do hast in túchje yn de eagen.’

‘En dêr is ús buorman Rath al oan it skeavebinen. Syn skeavebinner liket krekt in grutte wite flinder dy’t troch syn lân hinne fret.’

‘Do kinst mar better nei ûnderen komme. Begjinst te klinken as bist net goed bij de holle.’

‘En ik tink dat ik de wettertoer yn Bonnie sjen kin.’

‘Free, dy krún begjint sa njonkelytsen hieltyd mear te bûgen. Aanst brekt er foardatst it witst.’

‘Mar ik kin heit net fine. Hij en de lânhearre soenen fan ’e moarn mei sâlt de tiksels yn it lân te liif.’ Alfred hie ûnder brea-iten sein dat Haines komme soe mei syn skeppe en in sek sâlt. Haines hie ôfgryslík it mier oan de tiksels. As er ien seach, dan stiek er de skeppe derûnder, wipte him wat omheech, smiet der in hânfol sâlt ûnder, en makke him sa dea. ‘Se moatte achter dy heuvel dêr wêze.’

‘Kom nei ûnderen. Ik hearde de punt niis kreakjen.’

‘Mar Sherm, it is hjir prachtich, jong.’

‘No, dan dochsto mar watsto wolst. Mar ik klim nei ûnderen.’

‘Ik ha krekt it gefoel dat ik fuortfleane kin, Sherm.’

Sherm begûn bij de stam del te kladderjen. ‘Dan kinst mar better earst in pear wjokken krije.’ Bij it delklimmen klonk Sherm syn stim hieltyd swakker. Free bleau noch eefkes hingjen. De beamkrún widze hinne en wer. Dy fearre noch mear as in hingelmatte. En der wie ek mear aardichheid oan. Hij wie sa wibelich as in buggyswypke. Hij gong omheech, dan wer del, yn pleats fan nei ûnderen en dan wer omheech. Man, dat wie in aardichheid. Dat wie noch better as klearebare sûker ite. Sherm rôp nei him fan de grûn ôf. Dy wie al wer ûnder. ‘Kom jong, Everett en ik ha honger.’

Free seach noch ien kear nei al dy geweldige fiergesichten. Doe glied en klom er suchtsjend nei ûnderen. Hij rekke in knoop kwyt, dy op de rjochter galgebân.

Doe't se bij hûs kamen, sei syn mem: 'Wêr ha jim toch sitten? Ik ha jim de hele tiid stien te roppen foar it iten.'

'We ha mem net heard.'

'No, dat is dan spitich, want it is no te let. Ik ha alle iten al oprêden. Heit hat sels syn knipperke al hân en is al fuort nei de buorlju om har te helpen. Haines is ek al fuort.'

'Bedoelsto dat wij gjin iten krije?' rôp Sherm.

'Jawis. Ik ha jim al faker sein dat as jim net op 'e tiid binne, dat jim dan neat krije. Ik ha it fierste drok om twa kear iten klear te setten.'

'O mem,' sei Free treurich, en besocht har mei in blik in skuldgefoel krije te litten.

'Spyt mij wol. Sjoch al dat ferstelwurk ris dat ik noch dwaan moat. En no sjoch ik ek noch datst alwer in knoop mist. Wannear komt der oait in ein oan al myn wurk?'

'Mem, dat is net earlik,' sei Free. Ada griep him bij de overal beet en mei de oare hân pakte se har naaidoaze.

'Hjir, stean ris even stil, do wyldebras, dan set ik der teminsten wer in nije knoop oan foar dij.' Se skodholle. 'Op in dei, as ik kâld en dea yn myn grêf lis, dan silst oan mij tinke en wurdearring krije foar alles wat ik foar dij dien haw. Mar,' suchte se, 'dan sil it te let wêze.'

Sherm stie bij de doar te rideljen. 'Dus kinne wij mar better aardich foar dij wêze wylst it noch kin, hè Ada?'

Dy seach him even skerp oan. 'Gjin snoade praatsjes no, broerke.' Se hie foar de moade om op de tonge te biten as se oan it naaien wie, dat it like as hie se trije lippen. Se seach even gau nei dêr't Jonathan, de baby, yn syn widske lei. 'Sherm, wolst even it gaas foar de baby syn gesicht dwaan? Dat de miggen net bij him komme kinne?'

Sherm hie dêr earst gjin nocht oan. Mar die it toch. Hij hold fan babys, foaral as it omkesizzers wienen.

'No, en wêr is myn skjirre? Dy bin ik grif wer ris kwytt. O heden. No, dan mar sûnder skjirre.' Se leunde foaroer om de tried mei de tosk te biten. Se hie in skerp wjerheakje oan har hoektosk dêr't se de tried mei stikken krije koe. De earste kear slagge dat net goed. Doe't dat ek de twadde kear net woe, waard se lil en foel se de trie oan as in buldoch. En biet har dêrbij per ûngelok op de tonge. Dêr waard se poer om, dat se griep it fleismes en hakte de tried derôf. Free wie stjerrende benaud foar dat mes. Sherm ek. 'No,' sei Ada, 'ûnder de beammen mei jimme. Allebeide.' Se gûlde der hast oer. 'Do ek, Everett.'

Free en Sherm en Everett draafden nei bûten. As Ada sa wie, koenen jo mar better bij har út de buert bliuwe. Se gongen op de hingelmatte ûnder de eskdoarnen sitten om ien en oar te oertinken

en hienen begrutsjen mei Ada. Al gau sei Sherm dat er ôfgryslík hongerich wie. ‘Spitich dat de wylde appels noch net ryp binne.’

‘Kinne wij se dan toch net ite?’ frege Everett.

‘Net ast net ferskrílik oan de skiterij wolst,’ sei Sherm.

‘As we der no wat sâlt op dogge,’ sei Free, ‘út heit syn tûne mei rûch sâlt foar de kij, dan koe it miskien.’

‘Nee,’ sei Sherm. ‘Mar ik wit wol wat oars. Wy kinne yn pleats dêrfan wol boartsje dat we fêstje. Sa’t se soms yn de Bibel dogge. Dan binne we de oare kear ferstandiger en ferjitte we net dat it iterstiid is.’ Sûnder te praten sieten se stadich op de hingelmatte hinne en wer te skommeljen. Sherm suchte. ‘Mar ik mis toch wol dy kôke reade biten.’

Free mocht sels ek graach farsk kôke reade biten. As jo der even wat yn de mûle mei omboarten, krekt foardat jo der yn bieten, dan fíelde it as hienen jo twa reade tongen.

‘Ja,’ sei Sherm, ‘jammer.’

‘Hee,’ sei Free, ‘ik ha in ídee.’

‘Wat dan?’

‘Ik wit wêr’t de biten groeie op de bou. Wêrom lûke we dêr net sa’n fiif of seis út? Dan snije we se yn stíkjes, koaitsje se sels, en dan ha we toch ús middeisiten. It belangrykste dan.’

‘Dat is nochris praat dêr’t we wat oan hawwe. Lit sjen.’

‘Kinne der ek wat sipels bij?’ frege Everett.

‘Wa wol hûnekeutels as er reade byt ite kin?’ sei Sherm. Se loeken sa’n tsien biten út de grûn, draaiden it lof derôf en spíelden se yn de wetterbak foar it fee ôf. Sherm pakte syn knipmes en snijde se yn snipels. Undertusken gong Free nei de bulte rommel achter yn de mantel en fûn dêr in âld molkbuslid. Sherm ferdeelde de bitesnipels oer it tinnen lid.

‘No dan,’ sei Sherm. ‘We moatte in fjoer meitsje om se op te bakken. Goed gleon.’ Hij hold de holle skeef. ‘Aha, ik wit wat. Kom mar.’ Hij naam se mei nei de benzinetank fan fiifhûndert liter achter de maisbak, krekt ûnder de beammen fan de beammantel. Alfred hie de grutte reade tank yn it skaad setten, dat de sinne de benzine net te gleon meitsje soe. Sherm en Free klauden in pear hânfolle droege tûkjes bijelkoar en leinen dy op in bultje ûnder de piip fan de tank. Sherm draaide de piip in lyts bytsje iepen en liet wat benzine oer de tûkjes drippe en draaide him doe wer ticht. De piip dripte noch wat nei. ‘Sa,’ sei er, ‘no noch in lúsjefer.’

‘Ik wit wol ien te finen,’ sei Everett. ‘Heit hat twa yn it riikhok lizze litten. Boppe de doar.’

‘Aha. Do bist in baas arbeider. Helje se op.’

Sherm hoegde mar ien lúsjefer. De steapel tûkjes ûntplofte suver

omdat er der safolle benzine oerhinne rinne litten hie. De benzine dripte der noch wat op troch en elke drip gong ôf as in sûzjende fuotsiker. Guon stikjes byt begûnen al te bakken.

‘Kin ik se al omkeare?’ frege Free.

‘No bisto in baas arbeider, dy’t net hoecht te freegjen wat er dwaan moat.’

Mei in grien tûkje kearde Free de snijde bytsjes om. Everett wreau himsels oer de mage. ‘Wat krij ik in honger fan dy lucht.’

Al gau wienen de flammen like read as de biten. Doe’t de tûkjes begûnen te brânen waard de riik griis. De flammen kamen oan de tute fan de grutte reade tank ta. It fjoer waard sa gleon dat Free de hân foar syn gesicht hâlde moast. Syn mem stie troch it keukensrút nei har te sjen. Doe stapte se nei bûten en rôp lûd: ‘Boartsje jim mei fjoer?’

Sherm soe wat snoads weromsizze, mar krekt op dat stuit seach er Alfred yn de âlde kreakjende Overland op it paad oanriden kommen. ‘O bliksem.’

Alfred stoppe nêst it paad bij it maishok. Hij stoarre nei har fjurke. Doe kaam er yn aksje. Hij spatte de auto út as in hûn dy’t oer in stek springt. Rjocht op har ôf.

De trije bern fleagen allegear oan ’e kant.

Alfred stode rjocht op de bakkende biten ôf. Mei ien grutte traap liet er it fjoer en de panne mei biten de beammantel yn fleane. Hij skopte sa presys dat der net ien brânend tûkje op de grûn oerbleau ûnder de tute fan de reade tank. Doe, flokkend as in heiden, rûn er fierder en stampte alle gloeiende twiichjes yn de beammantel ien foar ien út.

Free wie folslein ferbjustere. Hij hie syn heit noch noait sa poerrazend sjoen. Alfred hold de hân tsjin de sydkant fan de tank oan. Dy loek er as de wearlich werom. ‘Godskes!’

Ada kaam oandraven yn har lange griene jurk. ‘Alfred?’

‘Dy smoarge bern! As ik net krekt it hiem opriden hie, wienen dy bern de loft ynflein.’

‘Wat? echt wier?’

‘Jawis! God noch ta ... dy wienen dwaande fiifhûndert liter benzine gleon te stoken!!’ Ada stiek de hannen yn har gouden hier. Alfred sei bits tsjin har: ‘Seachsto net wat se oan it dwaan wienen? Oars stiesto ek altyd en ivich troch it keukensrút te mykjen.’ Ada liet de hannen sakje.

Dêrnei snaude er Sherm ta: ‘En do, do wiest de âldste op it hiem. Wêr yn godsnamme hiest dyn ferstân, bliksem noch ta?’

‘Dyn frou dêr woe ús fan ’e middei gjin iten jaan,’ sei Sherm. ‘Omdat we te let wienen. Dat we tochten ús eigen iten te bakken.’

‘Besefst wol datst jim suver hast streekrjocht de hel yn bakt hiest?’ Alfred sykhelle djip as soe er begjinne te janken. Doe, wat yninoar

sakjend, tilde er Free fan 'e grûn en sloech er de earms stiif om him hinne. 'Jonkje, jonkje, asjeblyft, yn godsnamme, wês tenei ferstandiger en freegje mij altyd earst wêrst in lúsjefer oanstrike kinst. En doch dat nooit bij in benzinetank. Yn gjin gefal. Begrepen?'

'Ja, heit.'

Alfred sette Free del en sloech doe ek de earms om Everett hinne. Mar Ada wie net sa gau ôfkuolle. Se mompele de hele tiid yn harsels dat se dy trije doarakken mar in skoftke yn de kast ûnder de trep opslute moasten.

'Yn it swarte gat.'

'Fiihfûndert liter benzine.'

Free * 21

In pear wike letter kaam muoike Karen thús fan de simmerskoalle. Sherm moast doe ek wer nei hûs ta. Muoike Karen bea oan him nei it stasjon te bringen. Se sei dat se ek wat foar de kost dwaan woe. Alfred wie der net sa wis fan oft er Daise wol troch Karen menne litte koe. Daise wie sinnich oangeande wa't de leie hie. Dat koenen jo sjen, sei er, oan de manier wêrop't se de earen omheechstiek. As se ien ear plat lei, dan betsjutte dat 'nee.'

'Wat dan as beide earen plat lizze?' frege Karen.

'Dat betsjut, pas op, se trapet alles fyn.'

Muoike Karen wie frijwat eigenwiis. 'Ik bin net bang fan sa'n ienfâldich skepsel as in hynder.'

'Ha,' snúfde Alfred, 'sij hat mear ferstân ast tinkst.' Hij sloech Daise yn foar de buggy en brocht har nei it hûs ta. Muoike Karen stapte yn wylst Alfred Daise bij it helter beethold. Hij sei: 'Pak dy leien fêst as wie der gjin fraach wa't hjir de baas is. Witste, sast in skoalle bestjoerst. Mars! Fuort! Salang't se fernimt datsto witst watst dochst, is der neat te rêden.'

Free en Sherm stapten yn. Free siet yn 'e midden. Sherm lei de giele tekken mei soarch oer har knibbels hinne. Karen hold de leien fêst as wienen it stokken. Free hie noch in fraach.

'Heit?'

'Ja, jonge.'

'Mei ik twa stoeren?'

'Wêr dat foar?'

'Om ús elk in ijsko te keapjen. As ôfskiekado foar Sherm.'

'Jonge, ik bin sa earm, ik kin myn hele rykdom telle sûnder de hân út de bûse te heljen.'

‘O.’

‘Ik keapje wol in ijsko foar jim beiden,’ sei muoike Karen. ‘As jim net ferfelend dogge.’

‘Goed,’ sei Alfred. ‘Moai sa. Klear?’

‘Klear.’ Karen har lippen stienen strak as in mesgroede.

Alfred liet de leie fan Daise los. En dy sette fuort fûl útein. It wie krekt as hie se gjin lege fersnelling. Se saaiden de hoeke fan it maishok om. Ada stie yn de doar te swaaien en har nei te sjen. De earste pear kilometers gong alles dat it slydjage. De loft wie helder en der wie net folle stof. Daise drafke egaalwei en flot troch oan har kant fan de dyk. Karen begûn har noflik te fielen. Se mende dat ferdulde koppige hynder Daise. Wie it net prachtich? Einliks in beest dat gjin spul mei har hie. Wat se thús net sjoen hienen, lykwols, wie dat der him boppe Bonnie in wolkebank oan it opbouwen wie. De beammen op it hiem hienen har it sicht benommen. Mar doe’t se de heuvel bij Alan Weatherly oer wienen, seagen se de swiere tongerkop. Se rieden der nei it suden ta, bij de heuvel del, rjocht op ôf.

It wie blakstil.

Daise liet bij it folgjende krúspunt fjouwer gouden appels falle. Karen seach de oare kant út. It skaad fan de wolk berikte har krekt doe’t se it paad foarbijrieden nei it Siouxland Tehûs foar Lytse Jonkjes. Daise seach omheech nei de wolk, seach achterom nei muoike Karen, en drafke troch.

Karen waard senuwachtich. ‘Wat bedoelde Daise mei dy blik?’

Free noch Sherm sei in wurd. Se gongen wat mear rjochtop sitten en wachten ôf. Karen seach skerp nei Daise har earen. Dy stienen noch rjochtop. Se skuorde in pear kear oan de linen om Daise witte te litten wa’t de baas wie. Doe leunde se wer achteroer en hold se de linen beet as wienen it stokken.

Se stieken de brêge oer de Grutte Rock Rivier oer. Rattel-de-rattel-de-rattel. Boppe harren waard it no fluch tsjuster. Al wie it op de grûn noch ljocht.

Daise hoaste in kear.

Foar har sloech de wjerljocht yn. Dy rekke in wylgebeam nêst in poel en ferpulvere dy ta lúsjeversprikjes.

Daise skôge noch in kear de loft boppe har en naam in beslút. Se makke rjochtsomkeard, wêrbij’t de buggy achter har op twa tsjillen as in kattepûl omgisele, en iderien der hast útrûgele.

‘Hee do!’ rôp muoike Karen.

Daise stode streekrjocht nei it noarden, en de buggy kaam wer op fjouwer tsjillen telâne, en iderien foel wer op syn plak.

‘Daise, heel!’ Karen loek oan de linen. ‘Ik hie tocht dat we trochride

koeenen nei it folgjende hiem dêr en op in paad bij in maisskuorre skûlje koeenen. Oant dit buoike oer wie.'

Daise sette de sokken deryn. Bij it hieltyd hurder rinnen sakke har achterste stadichoan nei ûnderen. Har billen begûnen te draaien as de koppelingen oan de elevator fan Alfred.

'Hjir do ferrekte idioat. Witsto net dat ik de baas bin?' Karen skuorde oan de leien as prebearre se de slútkoarde fêst te lûken om in sek jirpels hinne. Se sette har puntteannen tsjin it spatskerm om better hâld te krijen. 'Daise!'

Mar dy stode troch. Se snjitten sa fluch oer de brêge hinne dat de swarte brêgebynten oan wjerskanten op in ticht stek liken. Brrrupt! en se wienen der al oerhinne.

Dat 'brrrupt' brocht de jonges oan it laitsjen. Se seagen elkoar oan, en begûnen doe it lûd nei te bouwen. De iene sei 'brrrupt' en de oare sei him dan 'brrrupt' nei. Dan laken se as gekken. Op it lêst laken se sa lûd dat se hast út de buggy trûzelen. Sels doe't de earste fette drippen op it dak fan de buggy foelen, moasten se noch laitsje.

'No goed dan, pfff,' sei Karen lang om let. 'Goed dan, doch dyn eigen sin dan mar, Daise, do smoarch stiifkoppich kring. Mar ik bin wol gek om dy linen noch langer fêst te hâlden, krekt as wie ik noch de baas, wat ik net bin.' Se wuolle de linen om de swipehâlder.

Tsjin de tiid dat se op it hiem oankamen, wie it wer droech en skynde de sinne op it appelhôf. Daise hold út harsels stil. Ada kaam út 'e hûs en Alfred út de skuorre.

'Wat is der no gebeurd?'

Muoike Karen gûlde en lake tagelyk. 'We hienen hast in botsing mei in buoike en Daise besleat dat se net fan de wjerljocht hold.'

Alfred seach nei it oasten boppe de heuvel. 'Bedoelst dat wolkje?'

'No, dat wie oars aardich grut doe't we it bij de brêge tsjinkamen,' sei Karen. Se stapte út de buggy. 'En dat is ek de lêste kear dat ik wat mei dat smoarge beest te krijen ha wol.'

Alfred naam Daise bij it helter. 'No, as Daise besleat dat jim omkeare moasten nei hûs ta, dan wie dat wierskynlik it bêste om te dwaan. Sij is meastal it ferstandichst.'

Ada sloech de earms om Karen hinne. 'Hindert neat, leave. Dat hynder dêr wurdt iderien gek fan. Alfred hie har al foardat we trouden en ik tink dat er har bedoarn hat.'

Alfred sei: 'No jonges, útstappe.'

'Kin Sherm dan noch in wike bliuwe, heit?'

'It liket der in soad op dat er dat dwaan sil, is 't net sa?'

Free wie dwaande nei iten de keallen dreagemolke te boarnen, doe't er

yn de skuorre hoastjen hearde. Daise. Syn heit hie har dy jûns binnen bliuwe litten. Neidat er de boarnamers himmele hie, gong er te sjen. Daise lei langút. Har búk wie ynfallen, otter skomme út har noas wei en as se hoaste skopte se stiif mei de poaten.

Free hie noch noait in hynder lizzen sjoen. Syn heit sei dat je noait in hynder langút betraapje koenen, want in hynder sliepte steand, en as jo in hynder lizzen seagen, dan wie dat in min teken. Doe't er de keamer ynbarste, siet syn heit in piip te roken. 'Heit, Daise leit oer 'e grûn. En se hoastet.'

Alfred kloppe de piip yn de kachel út. 'Seist dat se oer 'e grûn leit?'
'Ja.'

Alfred loek de skuon oan, sette de striehoed op en rûn hastich nei de skuorre. Free draafde nêst him. 'Daise hoaste in pear kear doe't we mei muoike Karen nei de stêd rieden.'

'Hm.' Alfred seach ien kear nei Daise en sonk yn 'e hoksen nêst har. 'Godskes. Se stie noch oerein doe't we oan it melken wienen.'

Free gong ek yn de hoksen sitten. Hij seach syn heit oan. 'Is hoastjen ferkeard foar in hynder, heit?'

'Stil even. Lit mij even neitinke.'

'Ja, heit.' Free hope dat Daise net deasiik wurde soe.

'Daise,' sei heit. Daise stiek ien ear op. Der stiegde stof op út it strie. 'Wat is der, fanke?' Se stiek it ear nochris op. Alfred kaarde har tusken de earen. Wylst Alfred en Free dêr sieten yn it oanwinnend tsjuster, begûn Daise har sykheljen njonkelytsen hieltyd mear te ratteljen, oant se op it lêst heas begûn te hoastjen. Alfred biet op de lippen. Hij gong stean, pakte in hynstetekken en smiet dy oer Daise hinne. Hij seach noch ien kear as in heit nei Daise en gong doe hastich yn 'e hûs.

Free drafke nêst him. Hij doarst neat te sizzen. Alfred gong rjocht op de telefoan ôf en belle nei de sintrale, ien kear lûd en lang. Yn de wenkeamer wie Ada de baby oan it ferskjinjen. Se seach Alfred mei grutte blauwe eagen oan. Se hie in stik as wat feilichheidsspjelden tusken de lippen.

'Sintrale? Jou mij dokter Overslough. De feedokter yn Hello.'

Ada pakte de lêste spjelde tusken de lippen wei en stiek dy te plak. 'Is dat de tichtstbij wenjende feedokter, Alfred?'

'Nee, we ha ien yn Bonnie. Dokter Hopp. Mar dy wit gjin soademiter fan hynders ôf. Ik soe him sels net bij jim mem fertrouwe.'

'O.'

'Jim John seit dat er mei in smoarch mes kastreart. Hie sels net it fatsoen om it yn in distillaat skjin te meitsjen dat er bij him hie.'

'Wurdt dat net heel djoer om helendal út Hello in feedokter te heljen?'

Alfred draaide him mei in ruk om. ‘God noch ta, frommes, dat is Daise dy’t siik is. Myn Daise! Witst noch wol, dat hynder dat al dy jierren bij mij west hat? Dat mij sels nei Jerusalem brocht hat om dij foar it earst in besite te bringen?’

Ada lei de baby yn syn ledikantsje. ‘Miskien wurdt Daise gewoan âld.’

‘Se hat longûntstekking.’

‘O, Alfred, miskien is it gewoan in ferkâldenheid.’

‘Hynders binne noait ferkâlden. As in hynder begjint te hoastjen, dan hat it al longûntstekking.’ Hij harke nei de hoarn.

‘Wat is dat no, sintrale? Wat? ... Jo sizze, hij is mei fakânsje? ... as myn leafste happe op stjerren leit? Nee, ik sei net fan myn leave frou. Ik sei myn happe ... goed dan.’ Hij lei de hoarn del. ‘Wat docht dy Overslough yn de simmer fakânsje te nimmen as beesten de measte kâns ha om problemen te krijen? Dat kring. Fakânsje. Ik woe wol dat ik in kear fakânsje hie.’

‘No, en oars ik wol,’ sei Ada sacht. Alfred rûn nei de foarriedkast.

‘Noch medisinen hjirre?’

‘Nee, ik leau fan net.’

‘Gjin smaaroalje?’

‘We ha ôfrûne hjerst it lêste opbrûkt doesto mais oan it plôkjen wiest.’

‘Wêr is dan dy âld flesse mei Old Crow? Der siet toch noch wat yn?’

Ada moast in bytsje glimkje. ‘Dat soe ik noch wolris sjen wolle. In hynder dat whisky drinkt. Foaral Daise.’

‘Toe no,’ sei Alfred. Hij moast suver gûle. Ada djippe de âld flesse whisky op en oerlange dy mei wer in glimke oan Alfred. Dy stiek him yn de bûse. Wer werom yn de skuorre stiek er in lantearne oan en hong dy oan in spiker yn in dwersbalke. Hij draaide de kous omheech. Oeral hongen spinreagen.

Alfred stoarre foar him út. ‘Daise, fanke.’

‘Wat is der, heit?’

‘It is noch slimmer as ik tocht. Se hat dûbele longûntstekking.’ Free doarst mar amper te tinken oan wat der no gebeure soe.

‘It is krekt sa’t de âlde Charlie Pullman al sei. As in hynder ienkear leit, dan kinne jo syn grêf wol begjinne te dollen.’

‘Kin heit der niks mear oan dwaan, heit?’

‘Te let.’

Har Daise, dy kreaze grize merje, altyd sa pittich en brimstich, soe dy no yn in bulte bonken feroarje? Wylst muoike Karen, dy’t net mei har omgean koe, gewoan skoaljuffrou bliuwe soe?

Alfred sakke wer yn ’e hoksen. Hij streakte mei de hân bij har earen

lâns, as soe er dy melke, heel foarsichtich. ‘Wêrom naaist der no krekt út? Do wiest krekt nuet genôch oan it wurden dat myn jonge dij ek wol oan koe.’

Free stie der mei de skonken krúslings bij. Daise sykhelle stadich, heas, ûnegaal. Der buorrele troep út har noas it strie yn.

‘Daise, fanke?’

Har longen hoasten ien kear heel fûl. Noch ien kear sykhelle se om noch in kear te hoastjen. En doe, foardat se dat dwaan koe, stoar se. Stadich siperen de siken út har wei. Har mûle makke it lûd fan in krekt lek stjitten rubberbân. Har liif sakke stikje bij bytsje fan de ribben ôf, en sonk nei binnen, en liet in gat achter dêr’t wol in maiskuorke yn paste.

De oare deis woe Alfred net it stjonkfabryk belje. ‘Ik wol har sels yn de greide begrave,’ sei Alfred tsjin Ada. ‘Dêr’t se de measte nocht hân hat. En dat doch ik, sels al nimt it mij in hele dei om in gat te dollen dat grut genôch is.’

In wikelang dêrnei hie Free nachtmerjes oer Daise. Yn ien dêrfan siet Daise muoike Karen op it hiem achternei en biet er har yn it achterst. Yn in oare nachtmerje tôge in grutte reade pishimmel mei eagen as fan syn heit Daise mei op syn rêch. Alles wat der noch fan har oer wie, wie in lege hûl. Se like op in deade krobbe. Se wie echt dea.

Free ❁ 22

Alfred lei achter mei syn sichtsjen. De hjouwer oan de oastkant fan har hûs wie oerrypt en moast opslach ynhelle wurde. In goede simmerbuoi koe it sa platslaan en dan soe al dat skoandere nôt ferlern wêze. Pake Alfredson hearde fan Alfred syn problemen en bea oan him te helpen. Syn frou Bettie wie ôfrûne febrewaris nei in beroerte stoarn en hij wie iensum, sa allinne yn syn hûs. It spoar hie foar de simmer gjin wurk foar him op har baanfek en de minsken yn dy krite bouden gjin sykloankelders mear.

Alfred hie Ada om har miening frege.

‘Ik tink dat jim heit rjocht hat op in smûk hoekje yn it hûs fan syn soan,’ sei Ada.

‘Hij hat nuvere manieren. Ik bin bang datst him net altyd ferneare kinst. Sa’t ik jim mem soms net útstean kin.’

‘Alfred, ik ha jim heit altyd wol lije mocht. En no’t Karen fuort is, kin er yn har keamer sliepe.’

‘Moai, dat is dan ôfpraat.’ Alfred tocht dat syn heit de skeavebinder

wol stjoere koe, sadat er sitten bliuwe koe, wylst hij dan it opstûkjen die. Mar syn heit sei kalm dat er noch taai genôch wie om te stûkjen.

‘Der is mar ien ding mis mei mij, en dat is dy ferdomde diarree dy’t ik noch fan Dakota oerholden ha. God sij tank dat dyn frou skoandere bôle bakt. Dat sil it wol wat opkeare.’

Free mocht syn pake graach lije. Dy fertelde soms ferhalen oer doe’t er noch seeman op de wylde feart wie en yn elke haven in faam hie. Mar de twadde jûns dat syn pake dêr wie, waard Free slim kjel. De famylje Underhill kaam even del om de baby te besjen, en se hienen in jonge, Edward, bij har. Dy wie seis jier âlder as Free, mar net folle grutter, en hij wie ek net skranderder. Free hie wolris mei him praten bij it kijopheljen. De greide fan Underhill lei oan de oare kant fan har eigen stek. Edward hie him in grouwe slange sjen litten dy’t krekt in jong knyntsje yn syn geheel trochslokt hie. Dy slange hie like op in stik tou yn de tiis, mei in tsjokke knoop oan it begjin, mei ien kninepoatsje dat noch nei bûten stiek. De famylje Underhill kaam del krekt op it stuit dat Free de keallen boarne soe. Yn syn blydskip in boartersmaat op it hiem kommen te sjen, fergeat Free de keallen. Edward syn gesicht lake altyd wat.

Free liet him in pear heatakels sjen dy’t er makke hie. Dy pasten presys yn syn bolderwein en hij en Everett hienen al ferskeidene ladingen los gers as sabeare hea ynhelle en it oploege yn it riikhokje, krekt sa’t har heit it yn de grutte reade skuorre die.

‘Free!’

Free waard heislik kjel. Hij hie syn namme net sa koartôf en ôfbiten ferwachte. Hij seach yn de rjochting fan it hûs. Dêr siet syn pake op de wetterbak mei de maispiip op de kop te roken. Syn ingenieurspet wie oer de eagen lutsen. It wie lestich te sjen oft er lilk op Free wie of net. Syn ûnderlippe stiek ûnder syn reinbôgekleurige snor út.

‘Ja, pake?’

‘Kom do hjir ris even.’

‘Mar ik bin mei Edward oan it boartsjen en ...’

‘Kom hjir!’

Free hie syn pake noch noait lûd praten heard. Hij wist net wat er dêrfan tinke moast. Hoeden kaam er op syn pake ôf. Dy lurke oan syn piip oant Free noch mar in pear stappen fan him ôf wie. Doe helle er de piip út de mûle. ‘Bist net wat fergetten?’

‘Net dat ik wit, pake.’

Ynienen sprong syn pake op him ôf en joech him in reis tsjin de holle. Free wankele en foel oer de grûn.

‘Hee, dat mei pake net dwaan.’

Syn pake wiisde mei de pipestâl op de twa amers mei dreagemolke dy’t bij it maishok stienen. ‘Hoe sit dat mei dy keallen fan ’e jûn?’

Free klaude oerein. 'O ja, dat is wier ek. Wie 'k fergetten.'

'Is jim mem ek fergetten om jim fan 'e jûn iten te jaan?'

'Nee, mar ...'

'Dan moatsto net ferjitte om dyn keallen te boarnen. Dy keallen binne dyn ferantwurdlikheid, krekt sa't do en dyn broers jim mem har ferantwurdlikheid binne.' Hij sêgde even fûl oan syn piip. 'Do moatst noait ferjitte, jonge, dat de memmen fan dy keallen de pleechmemmen binne fan it minskdom. Dyn pleechmem. En letter wurde dy keallen de pleechmemmen fan dyn bern. Dat, behannelje se goed.'

'Ja, pake.'

'De plichten earst, dan de wille.'

'Mar likegoed hat pake net it rjocht om mij te slaan. Dat meie allinne heit en mem mar dwaan.'

'Ik bin de heit fan jim heit. En dat jout mij it rjocht in pakesizzer fan mij te straffen as wie it myn eigen soan. As ik tink dat er dêr ferlet fan hat.'

Free wist net wat er dêrop sizze moast. Hij skamme him ek dat syn nije maat, Edward, sjoen hie dat er op 'e hûd krige. Mei de eagen nei de grûn sei er tsjin Edward: 'Ik tink dat ik dan better earst de keallen boarne kin. Dêrnei kin ik dij wol sjen litte hoe't we de hûn Tricks brûke om it hea yn it riikhok te takeljen. Wolst mij helpe?'

Syn pake wiisde nei de skuorre. 'Do boarnst dy keallen allinne. Oaren derbij bringt har fan 'e wize.'

'Mar Edward boarnt bij him thús de keallen ek.'

'Allinne, sei ik. En no opsjitte.'

En Free skeat op.

It wie Free syn wurk om de manlju om tsien oere en om trije oere it middeisiten te bringen. Syn mem makke dat klear en dan brocht hij it der yn twa ammerkes hinne. Soms wie it in probleem om út te finen wêr't syn pake oan it stûkjen wie, oan de oastkant fan it lân of oan de noardkant. Wêr't dat ek wie, Alfred woe it iten presys op in plak hawwe dêr't hij en syn heit op deselde tiid ite en dêrnei tegearre even in piip roke koenen. Dat betsjutte fansels dat Free soms it hele ein oer it stoppelfjild rinne moast. Op bleate fuotten wie it lestich rinnen oer de stoppels. Jo moasten ek oppasse foar de stikels fan de wylde roazen, en de ôfsnijde stompkjes fan de tiksels, en ek foar de kliemske woartels fan de âlde maisstâlen.

Wylst er nei it suden fan it fjild rûn, en doe nei de oastkant, om syn pake te finen, hoeden it platriden spoar folgjend fan it swiere 'bolletsjil' fan de skeavebinner, foel it Free op dat syn heit syn hjouwerfjild der ôfgrysliek netsjes bij lei. Dat moast it wurk fan syn pake wêze. Elke

stûke fan seis skeaven wie presys noard-súd setten en yn de foarm fan in puntige hege wigwam, en mei de toppen útwaaierjend as springende gielbrune wetterfonteinen. Free hie syn heit ris frege wêrom presys noard-súd, en dy hie sein: ‘Dan kin de sinne better de skeaven beskine. De hele moarn oan de iene kant en de hele middei oan de oare kant. Hjouwder moat goed droege wurde, jonge.’ Alle stûken wienen ek heel krekt op ien rige set, sadat it lân in slachfjild like mei kreaze rigen dêr oerhinne marsjearende legers. Pake wie altyd presys.

Yn in leechte oare kant de dyk fan de pleats fan Rath krige Free de wite hispels yn it fizier fan syn heit syn biner. Alfred wie even opholden om de nulle fan de biner opnij te triedzjen en syn pake wie dêr tafallich ek. Beide ferwolkommen him mei in brede laits.

Alfred sei: ‘Set dat iten dêr mar yn it skaad fan de biner del, jong, en fandelje wat skeaven bijinoar om op te sitten.’

Syn pake hoegde mar twa skeaven om op te sitten. Hij leunde tsjin it seildoek fan de platte boaiem fan de biner en suchte djip. Syn gesicht wie trochwiet fan it swit. Der hongen drippen oan de punten fan syn snor. Syn ûnderlippe wie readferbrând troch de sinne en syn boesgroen wie dweiltrochwiet.

‘Noch ien eachje troch mei de tried en ik bin bij jim,’ sei Alfred. Hij sêgde oan it ein fan it giele binersjern dat er beethie om der in wiet puntsje oan te krijen, hong bij de achterkant fan de masine yn en stiek mei soarch it wiete puntsje yn it each fan in lange kromme glânzgjende nulle. As de masine rûn, wurke de lange nulle as in spjocht dy’t in wjirm út it gers besocht te skuorren. ‘Sa,’ sei Alfred, ‘klear.’ De masine siet ûnder it tsjêf en it stof. Dêr wie ek wat fan op syn hierrige earms telâne kommen en de sydkant fan syn gesicht. Hij sloech himsels ôf. En skodde ek syn beswitte overal skjîn. ‘Dat is feitlik aardich goed bynjern dat dy bajesklanten makke hawwe. Ferline jier moast ik nei elke rûnte fan dizze biner ôfklimme om de nulle opnij te triedzjen.’

Free wiisde nei it grutte tsjil ûnder de biner. ‘Wêrom neame se dat it bolletsjil?’ Alfred keas fjouwder skeaven út en gong dêrop sitten. Hij hie lange skonken. Krekt as syn heit leunde er tsjin it seildoek en suchte even djip. Hij sette de striehoed ôf en fage de holle oan syn oprôle mouwen ôf. ‘Omdat dat it foarnaamste oandriuwtsjil is. It grutte tsjil dat alle kamrêden en kettingen fan de masine oandriuwet. En omdat in bolle grutter as in ko is, neame se it in bolletsjil yn pleats fan in kowetsjil. Tink ik.’

Free socht twa skeaven foar himsels en gong ek sitten. De rook fan farske oalje, dy’t krekt tin en rinnend yn alle bewegende delen fan de masine spuite wie, fermong him noflik mei de rook fan ôfsnijde hjouwderstâlen. Syn mem hie der foar him ek in stikje bôle bij dien, as

beleanning foar it bringen fan de lunsj, mei droech fleis derop en in tsjokke laach eigentsjerne bûter, en dat roek ek lekker. It wie in hele aardichheid om krekt as syn heit en syn pake dêr in grouwe hap út te biten.

De hûn fan Rath, in lang giel beest, heal jachthûn en heal kolly, kaam oer de dyk oanrinnen en sloep op in stûke ôf bij it stek. Hij hie wat rûkt. En jawol, krekt doe't er begûn te snuven yn it tsjustere gonkje ûnder de seis skeaven, skeat der oan de oare kant in knyn út, dy't oer it iepen stoppelfjild begûn te draven. De giele hûn stode der achteroan. Hij helle de knyn fluch yn. Op it lêste momint doek de knyn yn it noch net skarde nôt, en de hûn wie him kwyd. Doe begûn er hege sprongen yn it nôt op te meitsjen, heel heech om dan wer yn de sprong del te kommen, hieltyd heger, om te besykjen om op it heechste punt te sjen wêr't dy knyn wie. Op it lêst kaam er presys nêst de knyn del. Der klonk in hege gjalp en de knyn spatte it nôt út en wer oer de iepen stoppels. De hûn der mei lange sprongen fan syn lange slanke poaten achteroan. De knyn fleach achter ien stûke, doe achter in oarenien. Gong wer werom, fleach wer foarút. Ien kear stode er ûnder in stûke. Dy smiet er net om, de hûn wol. De skeaven fleagen om, trije oan elke kant.

Free, syn pake en syn heit holden op fan kôgjen om nei dy wanhopige jacht te sjen. De knyn socht it steande nôt wer op. En wie wer krekt op 'e tiid. Ditkear, hoe't de hûn ek omsprong yn de hege hjouwer, hij koe de knyn net fine. De boppe it gouden nôt útspringende hûn like in grutte goudfisk dy't yn in fiver mei giel wetter hieltyd wer boppe kaam.

‘Wie dat net grappich?’ frege Free. ‘Hij liet him twa kear ûntsnappe.’

Syn pake spiede syn lêste hap bôle mei in swolch tee fuort. ‘Net sa grappich eigenlijk, ast betinkst dat de hûn allinne mar foar syn moarnsiten draafde en de knyn foar syn libben.’

Free naam ek in pear swolgen. ‘Mar toch moat dy hûn aardich dom wêze om dy knyn sa útnaaie te litten.’ Syn pake syn snor beweegde wat, krekt as lake er dêrûnder.

‘Krekt as ús hûn Tricks, dy kin soms ek sa dom wêze.’

‘Us Tricks?’ sei Alfred. ‘Nee.’

‘Jawol, heit. Heit wit toch wol, as Tricks in bonke fan mem krijt, dat er dan nei it gers rint en der even op om gnaut, en dan erchtinkend om him hinne sjocht en dy dan yn de beammantel begraaft? No, letter, in pear wike of sa, as er der wer om siket, dan kin er dy noait fine. Hij siket der oeral om, rûkt en rûkt, graaft dan hjir, dan dêr, sadat ik úteinlik hinnegean moat en him sjen litte moat wêr't er him bedobbe hat.’

Syn pake en syn heit moasten beide lûdop laitsje. ‘Do bedoelst, do helpst dy hûn syn bonken te finen?’

‘Jawis. Hij wit dat dan net mear.’

Doe't er it iten ophie, drukte Alfred de lidden wer op de ammerkes. Syn heit seach him even oan. 'Kinne we hjir roke?'

'Doch iksels wol.' Alfred mompele wat yn himsels. 'Sûnt dy goede frou fan mij mij oplein hat om net mear te promkjen, haw ik in piip roke moatten. Wylst promkjen toch folle feiliger is yn in rysdroech stik lân.' Syn heit stoppe de maispiip fol mei syn favorite Corn-Caketabak, kearde de piip om en stiek him oan. Bij elke haal dûnse it flamke yn de piip op.

Free seach dat syn pake de hân foar ekstra feilichheid ûnder de piip hold. 'Wat soe der gebeure as jim hjir per ûngelok in brantsje makken, heit?'

'Net wierskynlik. Gjin wyn. En we koenen sa'n lyts brantsje fluch úttraapje.'

'Mar wat, as der no krekt in simmertwirre kaam?'

'Do bist hjoed wer yn in "as wat"-buoi, hè?'

'Mar wat soe heit dan dwaan?'

'No, dan moasten wij derop pisje. Mei al dy tee dy't we krekt dronken hawwe, elk wol mear as in liter, soenen we mei ús trijen in knappe brânwacht wêze. As jo trije brânsputten tagelyk yn aksje hawwe, dan hat it brantsje net folle kâns.'

Free glimke bij dat byld. Hysels soe de flamkes oan de râne bestride, syn heit de heechste flammen, en syn pake dy der tuskenyn. Doe begûnen syn heit en syn pake te praten oer dingen dêr't er net folle niget oan hie, en hij drôge wat yn himsels.

Syn oandacht waard lutsen troch in grutte reade pishimmel dy't besocht om oer syn brune foet te klimmen. Hij tûge ien inkelde hjouwerkerrel mei. Sawol de poatsjes fan de reade pishimmel as de skerpe punt fan de hjouwerkerrel kidelen. Syn foet woe even in traap jaan om fan dat jokjen ôf te kommen, mar it slagge him om him mei sin stiif te hâlden. Hij woe dat de pishimmel it eindoeel helje soe dêr't er hinne ûnderweis wie. Om him fierder te helpen kearde er stadich de foet om oant de reade pishimmel mei syn swiere lêst de oare kant út gong. Ferromme dat it rinnen ynienen makliker gong, drafke de pishimmel hastich it foksesturtgers yn.

Doe sei syn pake wat dat Free wer goed harkje liet. 'Alfred, ik tink wolris datsto Ada net wurdich bist.'

'Soa, en tinkt heit dat?'

'Dêr giet it net om. Do likest net te begripen dat skrandere froulju meastal stiifkoppich wurde as se âlder wurde. Mar Ada net.'

'No freegje ik mij ôf,' sei Alfred, 'oft myn eigen mem stiifkoppich wurden wie, as se langer libbe hie.'

'Dêr haw ik oer neitocht.' Pake syn eagen seagen stiif nei syn piip.

‘En myn konklúzje is, dat ik tink fan net. Sij wie ek it geduldige type. En omdat ik mei sa’nien libbe ha, tink ik dat ik goed oer dyn frou oardele kin.’

Alfred syn piip begûn wat te knetterjen. ‘En ik ûnderstel dat heit mem fertsjinne hat, mar ik Ada net, h’n?’ Syn heit sei neat.

‘Ik wit it ien en oar oer heit,’ sei Alfred. ‘Heit syn broers ha it mij ferteld. Oer hoe’t jo in kear oer it mad kommen binne mei in frommeske op de keukensfluer. Troch in soldaat. Wie dat foar of neidat heit mei mem trouw wie?’

Syn heit wûn him op. ‘B-broers fan mij? Smearlappen.’

‘Nicholas. Andrew. Dy prate dêr fansels laitsjend oer.’

Syn heit kloppe de piip út. Hij makke in kûltsje yn de grûn, liet de lêste jiske dêryn falle, en bedobbe de boel.

‘Wat mij oanbelanget,’ sei Alfred, ‘der is gjin frou op ’e wrâld dy’t ik net yn de eagen sjen kin. Noch foar noch nei myn trouwen.’ Syn heit syn ûnderlippe krolle stadich omheech. ‘Der binne in soad dingen fan heit dy’t ik noait begrepen haw.’

‘Lykas?’

‘Dat heit ienkear opskepte dat heit Abbott en Gerda der op útstjoerd hie om hinnen te stellen, doe’t jim fan Dakota wer nei hûs ta gongen.’

Syn heit grânzge as tocht er dat Alfred frijwat dom wie om net te begripen dat sij ferlet fan dy hinnen hân hienen.

‘O, dat wie net te min foar jo, heit. Want ik wit noch goed, doe’t we noch yn Missouri wennen, yn Libanon, hoe’t jo Karen en mij elke moarn mei in jutesek derop útstjoerden om te biddelen om oerbleaune âlde bôle, bij de achterdoarren yn ’e stêd.’

‘Dat is no allegear foarbij, Alfred.’

‘Yn myn holle net. Dat stiet yn myn ûnthâld skroeid krekt as wie it hjoed gebeurd. Ja, dêr siet heit as in grutte menear op jo stoel dêre, mei de piip op ’e kop, te kleien dat we net wisten hoe’t we biddeljje moasten.’

‘Dat koe doe net oars, Alfred, omd-d-dat d-de minsken gauwer begrutsjen mei lytse bern hawwe as mei f-folwoeksenen.’

‘En hoe’t ik troch it bosk rinne moast om heit it middeisiten te bringen, doe’t heit spoarbylzen kapte, en hoe’t ik in kear in hoepelslange seach en skitend benaud wie, en heit mij útsegene omdat ik te let wie, omdat ik in ein omrûn wie om de rails hinne.’ Alfred stiek de piip yn it boarstbûske fan syn overal. Hij gûlde suver. ‘Mar it past allegear yn it byld. In jonkje dat troch syn âlden oan in beam fêstbûn wurde moat út frees dat er fuortrint, en dat dan toch dat tou brekt en nei see fuortrint, sa’nien moat nei myn betinken wol ôfgrysliek heech bij himsels opsjen.’

Free kaam tuskenbeide: ‘Pake?’

‘Ja, jonge?’ sei dy alderfreonlikst.

‘Wat die dy soldaat doe’t dy pake betrape oer de flier?’

‘Soa, dat is dij dus net ûntgien.’

‘Pake?’

‘Ik ha him syn gewear ôfpakt.’

‘Fersetse hij him dan net?’

‘Ik wie him te gau ôf.’ Syn pake tocht dêr even oer nei; sei doe snuvend: ‘Ik ha him op in stoel fêstbûn en him twongen ta te sjen. Ha, en dat fanke woe dat spultsje ek wol graach meispylje.’

‘Wat sjen, pake?’

‘O, neat hear. Do bist noch te jong om sokke dingen te witten.’

Alfred sei: ‘Mmmhh, miskien ik ek wol.’

Free sei: ‘Krekt as wat in hynst mei in merje docht?’

Syn pake seach Alfred oan. ‘Hawwe jim him dat sjen litten?’

‘Nee. Mar hij hat in noas as in wichelroede foar dat soart dingen. Hij wol alles witte en is dij altyd in stap foar.’

Pake kniep syn eagen achter de donkere glêzen ticht. ‘No ja, we ferjitte mar al te gau hoefolle oft wij sels al wisten doe’t we sân jier wienen.’

Alfred waard wat mylder. ‘Ja, en dan binne it de froulju en har dominys dy’t altyd mar wer prebearje om ús ferjitte te litten wat we witte.’ Syn heit stoarre nei de grûn.

Alfred besleat dat it bolletsjil ferlet fan wat ekstra fet hie. Hij pakte in ammerke mei fet. Mei syn finger folle hij de fetpotsjes oan beide kanten fan it bolletsjil. Wylst er de potsjes oanskroeve, lekte fet stadich út de lagers dêrûnder. Hij fage de finger ôf oan de bokse fan syn overal. ‘Goed dan, tiid om wer te rôljen. Gjûn rêst foar sûndaars.’

‘H’n,’ snúfde syn heit. ‘Gjûn rêst foar de earmen, bedoelst. De sûndaars hawwe it oer it algemien maklik.’

Alfred klom op de pannesit boppe op de biner. ‘Heit, jo binne niks better as dat jong fan mij. Wat ik ek sis, hij komt ek altyd mei wat oansetten om mij tsjin te spreken. Sa slim dat je der helendal ferkeard fan wurde.’ Syn heit draaide him abrupt om en rûn fuort, nei it ein fan in rige stûken, en begûn wer te stûkjen. Alfred seach him achternei. Hij stie noch even te prakkesearen, en swypke doe mei de leie. ‘Fan, Prins, hup, fuort.’ De hynders stinden. Har swiere kûntspieren spanen har doe’t se yn de beage begûnen te hingjen. It bolletsjil begûn te rôljen en alle kettingen en kamrêden rattelen fleurich. De wite hispel friet wer yn it steande nôt op.

De oare deis wie it snein. Free wie bliid. Alfred hie yn de garaazje fan Roy Wickett de âlde Maxwell ynruile foar in splinternije Flying Cloud Reo, en dêr soenen se mei nei tsjerke ta ride. It koste him net folle

muoite om him en Everett opsjitte te litten en de sneinske klean oanlûke te litten. Beide fûnen se dat it har mem in ôfgryslík soad tiid koste om har klear te meitsjen.

Om kertier foar njoggenen gong Alfred einliks nei de maisbak en ried er de Reo achterút fan it paad ôf. De lange swarte auto glom as in grutte poetste skoech. Hij hie in radiator as de snút fan in baarch. Oan de kant fan de sjofeur wie op de treeplanke in reservebân fêstmakke. It bêste wie it brede brune stjoer. Sa't Alfred it grutte tsjil draaide, hinne en wer, liek er op de kapitein fan in skip.

Hij stoppe mei in brede laits nêst it strjitsje lâns de maisskuorre. 'No dan, jim lytse doerakken, ynstappe.' Hij leunde foaroer en iepene de achterdoar. 'Rêstich no, wêrom soenen we dy auto bij syn earste ritsje skurf meitsje?' Free en Everett sieten achtern yn as in pear ferbaasde iikhoarntsjes. Free siet achter it plak dêr't syn mem sitte soe, sadat er skean foar him sjen koe hoe't syn heit de Reo bestjoere soe.

Alfred gong yn 'e hûs. De draaiende motor skodde de auto as in naaimasine dy't oan in overal wurke. Al gau kaam er wer nei bûten ta, mei Albert op de earm, en mem dy't baby Jonathan droech. Alfred sette Albert achtern tusken Free en Everett en gong doe achter it stjoer sitten. Ada stapte nêst Alfred yn en hold de baby op 'e skoat. Se beseach skerp it dashboard. Op it lêst fûn se de snelheidsmeter. Dat betsjutte dat Alfred net hurd ride doare soe.

Free swaaide nei syn pake dy't op it lid fan de wetterbak syn piip siet te roken. 'Doech, pake.' Everett en Albert swaaiden ek. Pake stoarre allinne mar. Mei syn donkere brilleglêzen like er op in grouwe blaumich mei grutte rûne eagen. Alfred sette de motor yn de earste. De fersnelling makke in krassend gelûd.

'Ik ha it skeakeljen fan dit merk noch net goed yn 'e slach,' sei er. De Reo rôle foarút. Doe joech er wat mear gas en skeakele, wer mei gekras, yn de twadde. 'Roy Wickett die dat sa flot as wat.' Doe't er de grutte dyk opdraaid wie, sette er de auto yn de tredde, en dat die er sûnder problemen. 'Aha, sa moat dat dus.'

Ada hold de baby stiif fêst. Mei de oare hân fiede se oft de huoddespjelde yn har wite hoed der wol goed djip yn fêstsiet. Har blauwe eagen wienen rjochte op de snelheidsmeter. De triljende pylk stie hast op tweintich myl. De motor stampde bij de heuvel op. De readkoppige spjochten dy't bij de telefoanpeallen opklommen, waarden benaud en fleagen fuort. Alfred ried lykmjittich mei tweintich myl troch oant er bij it paad fan Windmiller kaam. Dêr begûn de Reo nei ûnderen ta hurder te gean. Hij hold fan de manier wêrop't de grutte nije Reo ried. 'Hat noch gjin fiifhûndert myl riden,' sei er, 'mar it docht him gjin kwea om wat mear gas te jaan.'

‘Net hurder as tritich, hear,’ sei Ada. ‘Oe, leave, toe no.’ De keunstblommen op har wite hoed begûnen te ratteljen. Se liet de baby op har skoat los en hold de hoed mei beide hannen fêst. ‘Asto tritich rydst, spring ik der út.’

Alfred glimke fol selsfertrouwen mei syn stevich kin. ‘Wês net sa benaud. Ik sil dij ris wat snelheid sjen litte mei dizze Fleanende Wolk.’ En hij loek flink oan de gashendel. De motor fan de Reo begûn te grânzgjen en te knetterjen as in lange rige fuotsikers, en dêr gong it hinne. Stekpeallen stoden foarbij.

Free en Everett seagen elkoar oan. Se laken. Wat in aardichheid om sa fluch oer de grûn te fleanen. Sa hurd te gean wie krekt as wienen je in fûgel. Ada seach hoe’t de nulle op njoggentweintich stie te triljen. ‘Alfred.’

‘Och, toe no Ada. Dizze dyk is sa glêd as in biljertlekken.’

‘Alfred, ik hâld fan dij en sa, mar snelheid en myn hart passe net bijelkoar.’

‘Leave, ik ha trije moanne garânsje op dy auto. Der kin neat gebeure. Der kin niks misgean.’

‘Dat sil de Heare wol beslute.’

Se flitsten Skoalle nr. 3 foarbij. En doe, krekt doe’t se de leechsteande pleats skean dêrtsjinoer foarbijkarken, makke de motor in wûnderlik rikketikjend lûd. It klonk krekt as hammere Lyts Tomke heel fluch op in aambyldsje om. En doe, bom! bang! krang! barste der in sûger sa grut as in sjerppot troch de swarte motorkape hinne. En de motor stie stil.

‘Godskes!’ rôp Alfred. ‘Hij hat in sûger ferlern.’

‘Ja,’ sei Ada, ‘dêr stiest no mei dyn Fleanende Wolk.’ Alfred loek gau oan de rem. De Reo stie ûnder oan de heuvel lang om let stil.

‘Sjochst no wol?’ sei Ada. Se die de doar iepen, en stapte mei de baby út. Se seach Free en Everett bleek oan. ‘Kom jonges. We kinne mar better nei hûs ta rinne. Even letter kaam Alfred ek út de auto, rûn werom en pakte de losrekke sûger fan de grûn. Hij beseach dy even en smiet him doe skodholjend achter yn de auto.

‘En wat silst no?’ frege Ada, doe’t se mei har allen oer it stoffige grint nei hûs ta sjokselen. ‘Al dat jild bist kwyt.’

‘Dy garânsje foar trije moanne ruilje ik yn foar in nije Buick. In Buick is seker in poerbêste auto.’

‘Do earme siel,’ sei Ada.

‘Undertusken kin Roy Wickett ophelje wat der noch oer is fan syn grutte Fleanende Wolk. Ik wit wol dat ik him yn elk gefal mei gjin finger wer oanreitsje.’ Even letter kaam Rath syn arbeider lânsriden yn syn twastoers auto. Hij joech se mei har allen in lift nei hûs.

Ada besleat om toch tsjerke te hâlden. Dat soe dan allinne mei har eigen famylje wêze en pleatsfine yn de moaie keamer. Dy wie foar sneins en dat kaam no heel goed út omdat iderien de sneinske klean toch al oanhie. Se rûn nei it plak dêr't har skoanheit op it lid fan de wetterbak siet. 'Wij soenen it o sa op priis stelle as jo meidwaan woenen oan ús tsjinst, heit.' Se seach him dêrbij oan mei har sa ûnwjersteanbere manier fan glimkjen.

Mar skoanheit skodholle. 'Yn dizze plunje yn dyn moaie keamer?'

'Ik wit seker dat dat de Heare likefolle is, as it jo dat ek is, heit.'

'No, Ada, do witst bêst dat ik neat ha moat fan dy autokratise ynstitúsje, de tsjerke, dêr't ien man ropt wat we dwaan moatte en de rest fan ús dêr mar sitte moat en it oanhearre.'

'Dat wit ik wol. Mar dit is in famyljetsjinst dêr't alle leden fan de famylje oan meidwaan kinne.'

'Ik kin net oer skynhillige sûndebestriders.'

Alfred stie dêr mar mei in frjemd glimke yn de doar. Syn heit joech in fûle ruk oan syn piip. 'Dochter, ik bin in sosjalist. Krekt it tsjinoerstelde fan wat jim dominy leaut.'

'Wêrom beprate we dat net ûnder de tsjinst yn de moaie keamer?'

Skoanheit skerme mei syn koarte earm alle kanten út. 'Jim tsjerke leaut yn in regearing fan dominys dy't hannelje nei, sa't se dat leauwe, God syn ynstruksjes ... as Hij al bestiet. En sa'n soarte regearing kin ta in tiranny liede dy't noch slimmer is as dy fan Bismarck. Of Cromwell. Of dy ferdomde Jehannes Kalvyn yn Switserlân.'

'Foarsichtich no mei wat heit dêr oer Kalvyn seit,' sei Alfred.

Ada sei: 'Leauwe jo dan net yn in God?'

Har skoanheit kloppe de piip út en stiek dy yn syn foarbûse. 'Goed dan, dochter, ik sil wat tajaan, omdat it snein is. Lit ús dan mar nei de moaie keamer gean, as we dan beslist oer godstsjinst prate moatte.'

'Goed,' sei Ada. Se glimke bij harsels doe't se de oaren foargong yn 'e hûs. Har skoanheit keas in stoel mei in hege leuning nêst de Venushierplant. Syn ingenieurspet lei er oer de knibbel.

Ada skode de sinneskermen omheech en elk koe einliks sjen wat der yn dy keamer stie. De skadige keamer waard ynienen in gouden keamer. Se gong op de rûne oargelkruk sitten, mei de Bibel yn de hân, wylst Alfred de grutte iken skommelstoel útsocht en Free en Everett en Albert op in rychje sitten gongen op de learen stuollen tsjin de muorre. Jonathan, de baby, waard op it liif oer de flier dellein. It kleed ûnder him wie brún mei in ôfbylding fan in gouden liuw derop.

'No,' sei Ada, 'ik fyn dat de man de tsjinst heart te lieden, mar omdat Alfred muoite mei it lêzen hat, tink ik dat it yn dit gefal de frou ferjûn wurde mei as sij in stikje út de Bibel lêst.' Se iepene it goede

boek en lei de blauwe siden bledwizer oan de kant. 'Ik lê psalm 100, ien fan myn leafsten. "Jubelje de Heare ta, de hele ierde. Tsjinje de Heare mei blidens, kom foar syn antlit mei jubel. Stim it dochs ta dat Hij, de Heare, God is. Hij hat ús makke, wij binne fan Him, Syn folk, de skiep dy't Er hoedet. Kom mei tank ta syn poarten yn, mei lofsang yn syn foarhûven. Tankje Him, priizgje Syn namme. Want goed is de Heare en ivich duorret syn geunst, syn trou fan âlder op âlder".'

Tsjin de tiid dat Ada klear wie, wie it o sa stil yn de keamer. Alfred seach mei stúdzje nei syn oerinoar sleine skonken en syn heit syn lippe stiek nei foaren, krekt as besocht er mei syn tonge in itenskromke tusken syn toskten wei te krijen.

'Wat wie it lêste wurd, Free?'

'Alder.' Everett kniep Albert stikem yn syn achterst. Albert gûlde. Ada seach grimmich nei de lytse bern. 'Stil, jimme. Dit is in tsjerke.' Dêrnei seach se Alfred oan dat er foargean moast yn gebed.

Alfred die de hannen gear op syn oerinoar sleine knibbels. En die stadich de eagen ticht. 'Mylde Heit yn de Himmel, wij komme ta Jo op it midden - ' Ada foel him yn de rede, mei de eagen ticht: 'We sitte no net oan tafel, Alfred' - 'fan dizze dei yn in nederige famyljetsjinst op it plattelân yn pleats fan yn de tsjerke yn de stêd. It spyt ús dat wij net gearkomme kinne mei jo dierbere gemeente. Dat âld kring fan in Reo ferpofte it ûnderweis -'

'Alfred,' flústere Ada skerp.

'- mar miskien is dat op de lange doer mar it bêste, want ik kin foar de Buick in bettere garânsje krije - '

'Alfred.' Free seach even stikem nei syn heit.

Dy die even de eagen iepen. 'Mar frou, yn syn lange gebeden op snein giet dominy ek altyd op details yn. Hij praat tsjin God oer persoanlike dingen, oer it waar, de fruchten op it fjild, dy smoarge lawaaiskoppers op de achterste bankjes, de treuzelers dy't har part fan syn traktemint net op 'e tiid betelje, en al dat soarte dingen, dy't net ferskille fan ús stikkene Reo.'

'Alfred, ik bin bang dat it haad fan de tsjerke yn dizze keamer gjin traktemint krijt.' Har skoanheit hie de eagen net tichtdien. Hij glimke.

'No ja...' Alfred sleat de eagen wer. 'Segenje it Wurd dat lêzen is en mei it ús yn ús hart en geast reitsje, dat wij bettere boargers wurde fan Jo keninkryk.' Everett kniep Albert noch in kear. Dy stie op it punt om te razen, mar sjend dat noch syn heit noch syn mem fernommen hie dat Everett dat dien hie, besleat er dat soks gjin sin hie. Dat ynpleats dêrfan joech er Everett mei de earmtakke in stomp yn de mage.

Alfred einige syn lang gebed mei in splinternij ein. 'En as lêste: wij ha in spotter yn ús midden dy't ek in bemindenien is. Toan him de

rjochte wei, yn Jo ûneinige barmhartichheid, as it Jo haget. Toan him dat stiifkoppich wêzen neat opsmyt. En ek, omdat alle lytse potsjes earen hawwe, it feit dat er sa is, jout in ferkeard foarbyld oan de lytsen, dêr't ien fan al sjen lit dat er ek in bolsjewyk is.' Free die fluch de eagen stiif ticht. Bolsjewyk, dat wie hij. 'Yn syn namme freegje wij dat. Amen.'

Ada wie net seker oft se dat 'bolsjewyk' wol sa lije mocht. Se begûn wat lêbich te sjen. Mar op it lêst besleat se om Alfred dêr net oer oan te fallen en ynpleats dêrfan loek se in leafstjerkegesicht. 'Lit ús mei ús allen in psalm sjonge.' Se draaide op har kruk om en iepene it gesangboek op de muzykstander fan it oargel. 'Psalm 84.' Se trape op de pûster en spile in foarspul. De reade side yn de klankgatten trille. Se song de earste noaten allinne. 'Hoe leaflik is Jo wente, o Heare Almachtich.' Doe foel Alfred yn, en dêrnei Everett. Alfred song der wat achteroan, as koe er de wurden net goed en moast er derop wachtsje dat Ada se earst foarsei. 'Sels de mosk hat in wente, en de swel in eigen nêst, dêr't er syn jongen bergje kin.' Pake song net mei. Hij stoarre inkeld nei de sliepende liuw yn it kleed. Hij glimke noch altyd.

Ada song helder boppe iderien út. 'Ut iere buien reint de segen del.' Sinnestrielen troch it kleurde glês boppe it erkerrút foelen op in pear tûchjes en lieten har omfleanen as fjoermichjes. 'Ien dei yn jo timpel giet boppe tûzen oare. Ik stean leaver bij de drompel fan it hûs fan myn God as dat ik wenje moast yn it hûs fan de ferkearden.' Doe't it liet út wie, tocht Ada even nei. 'Wa wol útweidzje oer it foarlêzen wurd?' Se rjochte har eagen op Alfred. Dy tocht fûl nei. Hij hold derfan as de dominy wat op de preekstoel omsloech, dat it stof út de grutte brune Bibel fleach. Free tocht dat dat it wie wat syn mem mei it wurd 'útweidzje' bedoelde. Spitich dat syn heit gjin preker wie. As dy de bibel útweide, dan soe er grif dy slûgerts achter yn de tsjerke rjochtop sitte litte dat se de kop derbij holden.

'Neat?' sei Ada. Alfred wist neat te betinken.

'Pake dan?' Dy skrabe de kiel. It klonk de lêste dagen suver as wie er wat ferkâlden.

'Dochter, ik ha neat te sizzen oer psalm 100. Sasto it lêst, is de betsjutting sa helder as glês.' Hij seach har yn de eagen. 'Mar ik freegje mij ôf, wolst myn leafste psalm lêze?'

'Fansels. Hokker?'

'Psalm 137.'

Ada socht dy op. Se seach elk fan de bern even oan om se stil wêze te litten, en lies doe lûdop. 'Oan Babels streamen, dêr sieten wij te skriemen, as wij oan Sion tochten. Dêr hongen wij ús lieren oan 'e wylgen. Want dêr fregen ús ferdrukkens ús om sangen, sij dy't ús

derûnder hienen om jubel: sjong ris in Sionsliet foar ús. Mar hoe soenen wij in liet foar de Heare sjonge op frjemde grûn? As ik dij ferjit, Jeruzalem, dan mei myn rjochterhân fertoarje. De tonge mei mij klibje oan it ferwulft, as ik oan dij net tink, as ik Jeruzalem net úttil boppe myn heechste blydskip. Tink, Heare, oan de Edomiten, dy deis fan Jeruzalem, dat se seinen: slach alles plat, mei de grûn gelyk! O Babel, fernieler datsto biste, heil him dy't dij leannet nei watst ús oandien hast. Heil him dy't dyn berntsjes nimt en te pletter slacht tsjin 'e rots.'

De túchjes yn de sinnestrielen sakken stadiger.

'Wat in nuvere manier om sa in psalm ôf te sluten.' Ada die stadich de Bibel ticht. 'It is hast in liet fan haat.'

Har skoanheit wie ferbaasd. 'Hiest dat noch noait lêzen?'

'It heart eigenlijk earder thús yn de bibel fan de duvel.'

'Dat hast goed sein,' sei har skoanheit. 'God soe de duvel syn eigen bibel tastean moatte. Om syn kant fan it ferhaal te jaan.'

Ada har blauwe eagen gongen wiid iepen. 'Ja, dat is wier. Omdat God ûndersteld wurdt alle skepsels te beminnen, moat dat ek foar de duvel jilde.'

Syn eagen strielen har ta as wie se in ingel. Ada sei: 'Ja. Ik freegje mij ôf oft oait ien it foar de duvel opnimt.'

Alfred sei: 'Hee, ferjit net wa't oan ús kant stiet.'

Ada frege: 'Pake, sis ris, wêrom hâlde jo fan dy psalm?' Hij makke in beweging as hie er de piip noch yn de hân, en doe't er fernaam dat dat net sa wie, stoppe er syn hân yn de bûse.

'Wat âlder ik wurd, wat better ik mij de dagen tebinnenbringe kin dat ik noch jong wie. Yn it âlde lân. En dy oantinkens ha absolút neat te krijen mei wat ik hjir om mij hinne sjoch. En ik bin folslein op mijself en allinne. En wat langer ik libje, wat iensumer dat ik mij fiel.'

Ada gong rjochtoerein sitten. 'No, pake, jo binne toch bij ús. Dat witte jo. We hâlde allegear fan jo.'

'Ja, dochter, dat wit ik wol. En dêrom hâld ik ek fan jimme.' Der rûnen in pear giele triennen ûnder syn donkere brilleglêzen wei. 'Mar do hast net myn jeugd mei mij meimakke. Wij ha tegearre gjin oantinkens oan it âlde lân dy't we dele kinne soenen.'

Free koe der net oer as âldere minsken gûlden. Alfred koe syn heit ek net gûlen sjen. Ada har gesicht ferloek helendal.

'Dat haw ik net beseft.'

Pake fage syn triennen ôf oan syn mouwe en besocht te glimkjen. 'Mar ien ding moat ik toch sizze foar Amearika. Ik bin njonkelytsen te witten kommen dat it in plak is dêr't jo gewoan foarút nei de takomst sjogge. Alles wurdt hjir dien mei it each op wat it moarn wurde sil. Wylst se yn it âlde lân altyd achterom oer it skouder sjogge.'

De sinne beweegde oer it kleed. Hij skynde op de liuwesturt en doe op de glêde knopkes fan Albert syn nije swarte skuon.

‘No dan,’ sei Ada. ‘Dit bliek achterôf toch in heel befredigjende tsjinst te wêzen. We ha allegear wat oer elkoar leard, wat we dêrfoar net wisten. De Heare hat gelyk as Er seit dat it goed foar de siele is om jo persoanlike gedachten te uterjen. Der giet neat boppe in bekentenis.’

De sinne kaam doe bij de gouden iken flier. De wjerskyn foel op Ada, sadat de kraaltsjes op har pearse jurk skitteren as de eachjes fan in ingeltsje. Bij elke sike striele it frouljushorloazje oan it kettinkje dat op har boarst fêstspjelde wie as in gouden sintsje.

Bij it sjen fan syn mem har horloazje moast Free tinke oan wat er útthefd hie. As hij no opbychtsje soe oer dat moaie klokje ... man, dan soe tsjerke yn de moaie keamer wol in heel libben spultsje wurde. Hij hie net de bedoeling hân om dat horloazje mei nei skoalle te nimmen.

... It wie sneon en heit en mem en muoike Karen wienen bij de begraffenis fan pake syn frou. Free moast thúsbluwe en in eachje op de bern hâlde. Syn mem hie lytse Jonathan op bêd brocht foar syn sliepke, dat Free en Everett en Albert koenen bûten op de sânbulte boartsje.

Al gau neidat de oaren fuort wienen, begûn Jonathan te gûlen. Free wachte even om te sjen oft er út himsels ophâlde soe, mar doe’t er dat net die, gong er yn ’e hûs om te sjen wat der te rêden wie. Hij wie wiet. As er net ferskjinne waard, soe er de hele middei trochraze. Jonathan wie al in wat syklik bern en hij gûlde in soad. Free makke it wiete ruft los, en stiek de feilichheidsspjelden tusken de lippen sa’t syn mem die, smiet it kletstrochwiete ruft yn de amer ûnder it ledikantsje, tearde in droech ruft ta in trijehoek, skode dy ûnder de kûnt fan de baby, en spelde him fêst.

De baby like it nije ruft wol lekker te finen en sa gau’t er wer mei in siden tekkentsje bestoppe wie, foel er wer djip yn ’e sliep. Ferromme, en tinkend dat syn mem grutsk op him wêze soe, kearde er him om. Krekt doe’t er bij it buro lâns stapte, heinde syn each wat goudens op. Syn mem har horloazje. Mem wie o sa grutsk op har horloazje. Free kaam tichterbij om even better te sjen. Op it lid fan it horloazje stienen twa kupidootsjes mei de earms om elkoar hinne. Se liken gelokkich te wêzen en iderien deroer fertelle te wollen.

De sliepkeamer fan heit en mem wie altyd in prachtich plakje om stikem yn te slûpen as se der net wienen en je der wis fan wienen dat gjinien je sjen koe. Dy wie fol geheimen dy’t syn heit en mem tegearre hienen, dingen wêroer’t se elkoar oanseagen, mar noait oer praten bij de bern, oer hoe’t je lytse bern makken en oer hoe’t de heiten en memmen besleaten de baby te neamen. Heit en mem har sliepkeamer wie fol

geflûster oer dingen dy't se elkoar yn it tsjuster fertelden, as de bern boppe wienen en sliepen.

Free treau it pintsje fan it horloazje oan en de kast sprong iepen. It wie trije minuten foar twaen. De sekondewizer beweege yn soepele regelmjittige spronkjes, earst nei de 10, doe nei de 20. De binnenkant fan de wizerplaat wie fan sok glêd goud makke dat er sels yn de skimerige keamer glom. Hij seach hoe't de sekondewizer twa hele rûntsjes makke - doe, gloeiend fan leafde foar dat horloazje, knipte hij it ticht.

'As ik sa'n horloazje hie, soenen de bern op skoalle jaloers wêze op hoe goed as heit en mem foar mij wienen.' Hij frege him ôf oft er it net stikem in dei lang meinimme koe nei skoalle ta. No, as er dat die, dan soe er ôfgrysliek foarsichtich wêze moatte wêr't er it droech, yn hokker bûse, salang't er noch bij heit en mem yn 'e hûs wie. Ienkear op 'e dyk soe er feilich wêze. 'Ik wit al wat. Ik ferstopje it yn in pûdsje yn de dûker oan 'e ein fan it paad en dan pak ik it as ik nei skoalle ta gean.'

Hij pakte it horloazje, gong nei it swarte gat ûnder de trep, socht yn syn mem har sek mei foddien en fûn in brûkt sâltpûdsje. Foarsichtich wûn er it horloazje op en liet it yn it pûdsje glide. Doe, goed sjend oft de bern noch ûnder de beammen boarten, sloep er de achterdoar út en draafde er nei de dûker om it dêr te ferskûljen.

De oare moandeis gong alles dat it slydjage. Gjinen seach hoe't er it sâltpûdsje út de dûker fiske. Hij besleat om it horloazje pas yn de middeispauze sjen te litten. Muoike Karen liet de bern dan meastal allinne. Dy ieten har iten ûnder de beammen op. Free iet earst syn iten op en loek doe belangrikich syn horloazje te foarskyn om te sjen hoe let it wie. Hij drukte op it pintsje en it klokje sprong iepen. 'Tweintich oer tolven,' ferkundige er, 'dat ik tink dat der noch genôch tiid oer is om te boartsjen.' Alle bern stienen fersteld.

'Wêr hast sa'n moai gouden horloazje wei?' woe Catherine Haber witte.

'Fan heit en mem krigen.'

'Do hast dat horloazje grif stellen,' sei Alvina.

'Netwier.' Mar dat wie wol sa, en nei in skoftke begûn de bôle dy't er krekt iten hie him swier op de mage te lizzen. Hij stiek it horloazje wer yn it sâltpûdsje en doe yn 'e bûse.

Om ien oere skille de juffrou en iderien rûn yn de rige nei binnen. Sa gau't se allegear sieten, gong Alvina har hân omheech.

'Ja, Alvina?'

'Free hat in gouden frouljushorloazje yn 'e bûse.' Muoike Karen seach Free oan.

'Is dat wier?'

Free woe Alvina wol in klap ferkeapje. No soe syn mem dat grif te witten komme. Slimmer noch, heit ek. O heden.

‘Free?’ Hij woe nee sizze. Mar op it lêst, sa read dat syn wangen derfan stieken, loek er it sâltpûdsje te foarskyn en hold it omheech. Hij seach Alvina poerlik oan om har witte te litten dat er har fermoardzje soe.

Alvina stiek de tonge út, inkeld it puntsje dêrfan, krekt sa dat hij it wol sjen koe mar de juffrou net. Muoike Karen pakte it pûdsje en kipe deryn. Har eagen waarden swart. Se die it pûdsje ticht. ‘Tankewol. Bij it folgjend skoft prate we hjir fierder oer.’ Se rûn werom nei har tafel, sette it pûdsje derop, en begûn de bern les te jaan. Yn it skoft, doe’t alle bern nei bûten gongen wienen, rôp Karen him bij har. Se liet him nêst har stean. Hij mocht der noait oer as se soms de hân op syn skouder lei, mar it like derop dat er har ditkear mar gewurde litte moast.

‘Free, wat dochsto hjir mei jim mem har horloazje?’ Free besleat dat er mar it bêste de wierheid fertelle koe. Dat wie heel wat better as te ligen en dan útsegene te wurden om twa dingen. Hij fertelde har alles.

Muoike Karen mocht der wol oer dat er har dêrbij yn de eagen seach.

‘Wêrom hast it meinommen?’

‘Ik tink dat ik dy fan Horsberg sjen litte woe dat ik ek in aardige heit en mem haw.’

‘Tinke sij dan dat dat net sa is?’

‘Se fine heit en mem ôfgrysliek strang.’ Muoike Karen tocht even nei. Op it lêst sei se: ‘Free, doe’t ik noch in famke wie, haw ik ek ris sa’n domme streek útheefd. Dat gong oer ús heit. Jim pake. Ik woe de minsken ek tinke litte dat hij de bêste heit wie dy’t der bestie.’ Free seach har de hele tiid strak oan.

‘Free, hark ris. Ik wol wol in ôfspraak mei dij meitsje. Asto de rest fan dizze maityd goed oppast op skoalle, dan sis ik it net tsjin jim mem. Of jim heit. En ik soargje der wol foar dat dat horloazje wer feilich op it buro fan jim mem teplak komt sûnder dat se dat fernimt. Op ien of oare manier. Ofpraat?’

Dêrnei hie Free der, in skoftke, gjin beswier tsjin hân dat muoike Karen in hân op syn skouder lei. Of op syn holle

Wer werom yn de keamer, skodde Ada de holle, sa’t se faak die as se ien teplak sette en dat toch heel aardich die. ‘Jo meie de winkelman net sa graach lije, leau ik, net heit?’

Dy stiek syn kin nei foaren. ‘Nee, dat is sa.’

‘Hawwe jo der oait oan tocht sels in winkel te begjinnen? It liket mij ta dat jo mei jo skerp ferstân in goed sakeman wêze soenen.’

‘Noait. Foar mij is it of koaning of komelker. Neat der tuskenyn. It is of in djoere auto fan it merk Pierce Arrow of in kroade.’

‘Wat fine al dy maten fan jo, dy swalkers, dy leden fan de Internasjonale Arbeidersbeweging fan dat Pierce Arrow-idee?’ woe Alfred witte.

‘Wat is der mis mei as in spoararbeider in Pierce Arrow hat, as er hurd wurket?’ frege syn heit. ‘Dy wit grif better hoe’t er dêrop passe moat as sa’n rike skevel.’

‘Pff! Skoaiers witte net wat wurkjen is.’

‘Wêrom soe dy ynklauberige Rockefeller dat mear fertsjinje as Joe Hill?’

‘As jo hjir mar net ien fan jo Internasjonale Leaver-Net-Arbeiders útnoegje foar in flauby. We ha amper genôch foar ússels, om krekt te wêzen.’

‘Alfred,’ sei Ada, ‘de Heare en iksels dele ús koarstke mei de earmen.’

‘Wat ik mij net begripe kin,’ sei Alfred, ‘is hoe’t jo as sosjalist sa goed opsjitte kinne mei dy rike Rexroth.’

‘Rexroth hat in hart foar de earmen. En stiet iepen foar nije ideeën. Hij rekket net oerstjoer bij it hearren fan dingen tsjin him. En hij kin laitsje. Doe’t ik him in kear fertelde dat neffens mij de boer it reade bloedlichemke wie fan ús lân, wylst de stedsjer it wite wie, moast er de hele dei laitsje. Sjochste, hij kin om himsels laitsje. Hij besepte dat er op syn gesicht in feale kleur hie fan it binnensitten de hele dei, wylst ik in read gesicht hie fan it bûtenwêzen op it baanfek.’

‘En der is noch wat dat ik mij net begripe kin,’ sei Alfred. ‘En dat is hoe’t jo as grutsk man tefreden wêze kinne mei wurk op it baanfek?’

‘Soan, de wrâld is as in sinesappel. En myn fearntsje is wurk op dat baanfek.’

Ada frege: ‘Wurde jo noait troch jo geweten pleage dat jo noait echt jo talinten helendal benut hawwe?’

Hij sei: ‘As ik op bêd gean, lit ik myn problemen achter yn de klean.’ Free seach op. Dat wie net helendal wier. Hij hie syn pake gauris yn Karen har keamer hinne en wer trêdzjen heard, as alle oaren al op bêd leinen. Ada skodholle oer it feit dat pake sa nuver wêze koe en tagelyk sa bewûnderenswaardich.

‘No ja, dizze koarte famyljetsjinst hat mij echt holpen om jo better kennen te learen. It helpt mij om mei jo mei te fielen, sels al begryp ik jo net altyd.’

‘Myn tank giet út nei dij, dochter. En leau mij mar as ik sis dat ik dij in ingel fyn.’ Alfred koe net goed ferneare hoe’t syn heit en Ada elkoar oanglimken. Doe die Ada de hannen gear, sleat de eagen en bidde:

‘Mei de Heare Syn Antlit oer ús ljochtsje litte, en ús frede skinke yn ús nederich hûs. Amen.’

Har skoanheit gong stean, sette de pet op, gong nei bûten en gong wer op it lid fan de wetterbak sitten. Hij stiek de maispiip oan en siet in heel set yn himsels te tinken. Hij hoaste ek in pear kear.

Yn it begjin fan de wike dêrnei wie Alfred klear mei it skeavebinen. Al de oerripe hjouwer hie er feilich skard. En noch better, syn heit hie alles achter him opstûke. Hij pakte de lêste skeaf fan de skeavebiner en sette dy op de ûnderkant tsjin de lêste stûke, noch foardat de kettingen fan de biner opholden wienen mei ratteljen. Alfred sei dat er noch noait in boere-arbeider hân hie dy’t sok goed wurk levere. Syn heit syn koarte stevige lichem gong gewoan fan moarnsier oant jûns let troch mei stampen en delsetten, oant de skeaven oan stûken flein wienen.

Om seis oere koenen se him net fine foar it iten. Ada rôp nei boppen en Alfred en de jonges sochten oeral op it hiem.

‘Ik freegje mij ôf wêr’t dy nuversma hinnegongen wêze kin,’ sei Alfred.

Free sei: ‘Hij hat jim heard doe’t mem har ôffrege oft heit net wat tafelsâlt helje koe foar har en heit sei dat heit net nei de stêd koe hjoed, omdat Roy Wickett de nije Buick noch net brocht hie. En no’t Daise dea wie, woe heit de wurkhynders net brûke omdat it te gleon wie om sa fier te gean.’

‘Dat hat er net heard. Hij siet op de wetterbak bûtendoar doe’t mem en ik it dêroer hienen.’

‘Jawol hear. Ik ha him sels sjoen. Hij hie de holle skean om jim better te hearren.’

Alfred syn eagen gongen iepen. ‘No giet mij in ljocht op. Hee, dat stiïfkoppich eigensinnich kring. Krekt wat foar him.’

Ada sei: ‘Do bedoelst, hij is nei de stêd ta rûn?’

‘Ja, sa is it.’

‘Dy earne man, sa nei de stêd te rinnen nei in hele dei stûkjen. Omdat er net ta lêst wêze woe.’ Ada skodholle. ‘As de waarmte him mar net tefolle wurdt.’

‘O, hoechst net oer him yn te sitten. Hij is taai. Ik woe wol dat ik sa taai wie.’

‘Likegoed is er ôfrûne febrewaris sechtich wurden.’

‘No, wat wolst dan dat ik doch? Toch de âlde happen fan stâl helje en sjen oft er it helle hat?’

‘Spitich dat er gjin telefoan ha wol,’ sei Ada.

‘No, wat dat oanbelanget kinne wij de Shatswells wol belje. Dy

wenje nêst him. Dy soenen har pakesizzer Dale even stjoere kinne om te sjen oft er it helle hat.'

'Goed, ik belje har wol op,' sei Ada. 'Undertusken, bern, waskje jim hannen en kjim jim hier.'

Tsjin de tiid dat de bern sitten gongen, wie Ada klear mei beljen. 'No, en?' frege Alfred.

'Hij is thús. Se ha út it rút sjoen en dêr stie er de kaktussen út Dakota te wjudzjen.'

Alfred draaide syn draaistoel nei de tafel ta. 'Goed. Dan hoege we dêr net mear oer yn te sitten.'

De oare jûns rattele de telefoan. Ada naam him op. Even letter kaam se werom mei de hân oan de kiel.

'No?'

'Dat wie frou Shatswell. Se sei dat har beppesizzer Dale krekt foar iten even bij heit lâns west hie. Hij fûn him siik op bêd.' Alfred stoarre.

'Ik freegje mij ôf ...' sei Ada. 'Miskien kinne we better Karen bij Harmers belje en har op de hichte bringe. Ik wit dat se der dan hinne wol om in pear dagen op him te passen.'

'Goed idee. Ik ryd moarnier mei Weatherly nei de stêd om de nije Buick te heljen en dan kin ik ek wol even bij heit sjen.'

Letter, bij it iten, bidde heit foar pake.

De oare deis om tolve oere hinne hearden se in nije klakson it paad op kommen. De bern wisten fuort wa't it wie. Se sprongen bij har boartsjen wei en draafden nei it ein fan it strjitsje dêr't har heit stopje soe.

'Mem? Fluch. Dêr is heit mei de nije Buick.' Yn in feech kaam de Buick om it maishok stowen, noch soepeler rinnend as in naaimasine. Alfred hold nêst har ho. Hij ried laitsjend krekt net oer har bleate teannen hinne. De kape wie nei ûnderen skood en oan de achterkant opteard as it sipeltsje fan in frou.

Free, Everett en Albert stienen dêrnei te stoarjen. Achter har klapte de miggedoar ticht. Har mem kaam stadich it paadsje del. Alfred seach har mei syn glimke fol selsfertrouwen oan. 'No, wat seist derfan?'

Ada wreau harsels oer de earms bij de earmtakken.

'No, och heden, is dat alles?' Ada beseach de nije auto sekuer, fan foaren nei achteren.

'Ik hie hope dat it in tichte auto wêze soe. Iepen auto's kinne yn de winter sa kâld en sigerich wêze.'

'Komt noch. Ik ha in tichte kape besteld. Yn de tuskentiid kinne we as it reint gewoan dizze kape omheechlûke en fluch de gerdyntsjes fêstdrukke.' Ada leunde nei binnen en beseach it dashboard.

'O heden, dizze kin wol tachtich ride.'

‘No ja, dat stiet der wol, mar se sette der altyd in heger sifer op as eigenlik mooglik is.’

‘Moai.’ Se aaide oer it blau-brune lak. ‘Jonge, wat glânzget dat. Dat moatte se yn it fabryk mei waaks oppoetst hawwe.’

‘Dat hat Roy foar mij dien. O, dat garandearje ik dij, dy Roy hat ferstân fan auto’s.’

‘En hoe wie it mei heit?’

Alfred syn gesicht beloek. ‘Ik hie it net oan tiid om dêrhinne te riden. Mar ik hearde dat Karen dêr wie. Dat ik hie tocht, we ride fan ’e middei in eintsje en geane dan even bij him lâns.’

Ada tocht dêr even oer nei. ‘Dat is miskien in goed idee. Behalve sâlt ha ik ferlet fan wat rubberrinkjes foar de wekflessen.’

De bern begûnen op en del te springen fan wille. ‘We gean te riden yn de nije Buick! Meie we dan ek in ijsko, mem?’

‘No, ik wit noch net,’ sei Ada. ‘It keapjen fan dizze auto kin betsjutte dat we wat dingen stean litte moatte.’

‘Mar we hawwe op fjouwer july ek net fuort west, mem. We ha doe ek net ús kwartsje per jier útjaan kinnen.’

Alfred lake. ‘Tsjonge, dy bern ferjitte ek niks.’

Se wienen oan it sûpenbrijten doe’t de telefoan gong. Ditkear naam Alfred op. Doe’t er wer sitten gong, seach er der âldsk út. Ada wachte op wat er sizze soe.

‘No, no moatte we der wol hinne. It giet minder mei him. Hij is net goed bij de holle.’ Ada waard bleek.

‘Ja, hij hat longûntstekking.’ Free hold fan sûpenbrij, foaral de smaak fan it puoltsje sjerp dat der middenyn getten waard. Hij mocht graach bij elke leppelfol dêr wat fan ôfite. Mar doe’t er hearde dat pake siik wie, koe it him neat skele as er noait wer sûpenbrij mei sjerpkleur sjen soe. Pake fan heit soe deagean sa’t ek pake fan mem deagongen wie.

De nije Buick ried heel wat soepeler as de âld Reo. Troch de rook fan de glimmende swartlearen stuollen moast Free oan frije dagen tinke. Mar der wie dy deis net folle oan om nei de stêd te riden. Se rieden streekrocht nei it betonnen hûs fan pake. Dêr fûnen se muoike Karen bij de giele roazen stean te gûlen. Al gûlend naam se Alfred en Ada mei nei de sliepkeamer achter. De bern moasten yn de keuken bliuwe.

Free woe it witte. Hij sei tsjin Everett en Albert dat se op de baby passe moasten en him net fan de bank ôfrûgelje litte moasten. Hij stapte nei bûten. Mar Everett en Albert wienen bang fan pake syn hûs. Even letter folgen se Free nei bûten ta. Free rûn op teannen om de noardkant. Everett en Albert folgen de lieder. Doe’t Free bij it iepen rût fan de sliepkeamer fan pake kaam, koe er him hearre. Pake syn sykheljen klonk ferskrlik, sa’t syn mem soms de hjouwerhout koaitsje liet en der dan

bûltsjes stoom opkrôken troch it tsjokke pul. Free gong yn de hoksen foar it iepen rût sitten, derfoar soargjend dat binnenyn gjinien him sjen koe. Iderien sykhelle lûd yn de sliepkeamer. Heit, mem, muoike Karen. Mar pake die dat it lûdst. Hij waard hieltyd heazer.

‘Dy earme man,’ flústere Ada.

Pake begûn te mompeljen: ‘Benaud hjirre.’ Hij hoaste sadat er hast smoarde. ‘Gleon.’

‘Helpt dit, heit?’ frege Karen.

Doe sei pake lûd en helder: ‘As jim mij begrave, pas der goed op dat ik dan dea bin, ha jim dat heard? Beloof it mij.’

Muoike Karen suchte. ‘Och! Hij tinkt oan Bettie. Hoe’t har lichem yn de kiste slop bleau. Mei in read opset gesicht. De dokter sei dat se oan in beroerte stoarn wie, mar heit bewearde altyd dat se allinne mar djip yn ’e sûs rekke wie. Dat se har begraven hienen, wylst se noch waarm wie.’

‘Suster,’ flústere Alfred, ‘do moatst net te folle omtinken jaan oan wat in man seit as er net mear goed bij de holle is.’

‘Jim kinne de leien no wol fuortsmite,’ sei pake, koartôf.

‘Wat, heit?’

‘Klear foar de grutte sprong.’

‘Heit?’

‘Myn hele libben haw ik besocht om sa rjochtút te wêzen as in linepeal.’

Stilte.

‘Mar as jo begjinne mei in krom stik hout yn josels, dan moatte jo elke dei hurd bodzje om it rjocht te hâlden.’ Muoike Karen begûn sa fûl mei de waaier te swaaien dat Free it wuff wuff dêrfan hearre koe.

‘Dat belove wij, heit.’ Pake syn strôte wrotte as besocht er in pomp yn syn boarst oan ’e praat te krijen. Op it lêst spatte dy iepen. It lûd fan tsjokke flibe dy’t útelkoar spatte makke Free mislik. Hij moast der hast fan spuie yn it gers. Hij krige in lyts bytsje spui yn ’e kiel en koe de sûpenbrij mei de fersuorre sjerp op syn tonge priuwe. Dat wie genôch. Mei in skerpe hânbeweging nei syn twa broers gong er har foar werom nei de keuken.

Everett flústere: ‘Giet pake no dea, krekt as Daise?’ Free lei in finger op de lippe om him it swijen op te lizzen.

‘En wurdt er yn it lân yn in gat yn de grûn stoppe?’ Free rûn fluch nei it rût en seach nei bûten. Al gau kamen muoike Karen en Ada wer yn de keuken. Alfred hie sein dat er bij syn heit sitte woe om in skoftke op him te passen.

‘Hjirtroch wurdt dyn trouwerij útsteld, tink ik?’ sei Ada.

‘Ja,’ sei Karen, ‘mar ús heit giet foar.’

‘Ik ha sa’n spyt dat we him nei de stêd ta rinne litten hawwe.’

‘Mar dat wie jim skuld net. Hij hat altyd hinne en wer rûn nei dy sykloankelderputsjes op it plattelân, dat witste doch.’

‘Toch hie Alfred him net al dat nôt opstûkje litte moatten.’ Karen stie nei de baby te sjen dy’t op de bank lei te sliepen. Doe lake se wat nuver.

‘Ada, do hoechst dij teminsten gjin soargen te meitsjen dat wij gjin bern wolle. Ik bin derút.’

‘Karen, wêrom seist dat yn de goedichheid?’ rôp Ada. ‘Op dit momint?’

‘Ik wit noch net safolle oer sokke dingen, mar dat fine wij op de ien of oare manier wol út. Kon is no foargood fan mij.’ Ada biet har om ien of oare reden op de lippe.

‘Kinst dij dat yntinke? En ôfrûne winter noch makke ik mij soargen dat Kon him net oan syn tasizzing hâlde soe.’ It wie Karen dy’t net goed bij de holle wie, net pake.

Der kloppe ien op de doar. It wie dokter Fairlamb dy’t wer even lânskaam foar pake. It wie in stevige man mei in noartsk gesicht. Syn donker hier wie sa koartknip as bargehier.

‘It spyt mij dat ik wat let bin.’ Hij seach Ada even oan. ‘Ien fan jim famylje hat wer in bern krigen, en it wie in swiere befalling.’

‘O?’ sei Ada, ferbaasd sjend. ‘Wa wie dat dan?’

‘Dikke John.’

‘O ja, wier ek. Ik ha heard dat Etta wer swier wie.’

Fairlamb trommele mei syn koarte fingers op syn swarte tas. ‘No, ik kin mar better wer even bij him sjen.’ Muoike Karen sette tee.

Dy wie brún doe’t Fairlamb út pake syn sliepkeamer weromkaam. ‘In kop tee, dokter?’

‘Nee, tankewol.’

‘Hoe is it mei ús heit?’ Fairlamb syn fingers waarden rêstich. Der stie wat yn syn swarte eagen te lêzen.

‘Ik ha tsjin Alfred sein dat er him goed yn de tekkens bedobje moast om him switte te litten.’

Ada sei: ‘Dat advisearde ús eardere dokter ek doe’t lytse Free hjir longûntstekking hie. Om de krisis op te roppen.’

‘Ik ferwachtsje net dat de ferstopping oplost foardat jim heit syn temperatuer nei 41 oprint. Dêrom wie myn rie: mear tekkens.’ Karen liet de dokter út nei syn auto.

Doe’t de folwoeksenen de tee ophienen, en de bern elk in stikje fan muoike Karen har sûkeladecake krigen hienen, rûn Ada nei it sintrum foar it sâlt en de rubberringen foar de wekflessen. De bern rûnen mei om de stêd te besjen. It hele sintrum seach der treurich út. Der wie suver

gjinien op de haadstrjitte. Sels de biljertseal wie leech. Alle omstippers wienen ergens nôt oan it opstûkjen.

Op de weromreis hie Free in foargefoel. Doe't se bij it hûs fan Shatswell wienen, kaam muoike Karen de foardoar fan pake syn hûs út stowen. Ada begûn te drafkjen. Karen draafde op har ta, achter de pûst.

'It is begûn,' rôp se. Se seach har oerémis oan en rûn har mei lange halen foarbij en doe it hûs fan Shatswell yn.

'O heden,' rôp Ada, 'se bellet de dokter wer op.'

Se haasten har it hûs fan pake yn. Ada hiet de bern om yn de keuken te bliuwen en stevene doe de sliepkeamer yn, dêr't Alfred bij syn heit siet.

'Alfred?' De doar gong achter har ticht. Free harke en harke, mar koe neat hearre. Free, Everett en Albert sieten om de keukenstafel hinne. Se hienen neat te dwaan. It tafelskleed wie egaal glêdachtich giel. Der stienen gjin plaatsjes op om mei de finger oerhinne te striken.

'Pake kin gewoan net sa siik wêze,' tocht Free. 'Dat kin gewoan net.' Fuort dêrnei bûgde Everett foaroer en hij hold de hân tsjin syn achterste.

'Do hoechst toch net te poepen?' Everett knikte fan al.

'Do dochst it toch net yn 'e broek op in dei as hjoed?' Everett syn eagen draaiden fansiden. Doe gong er stadich oerein en nei bûten, nei it húske. Hij rûn as ried er op in stokhynder.

Free hearde muoike Karen gûlend troch de doar kommen oan de oare kant fan it hûs. Se rûn gau nei de sliepkeamer fan har heit. De folwoeksenen praten allegear tagelyk en doe gong de doar wer ticht. Op de kachel soarre de teetsjettel.

De sliepkeamersdoar gong iepen en iderien kaam gûlend nei bûten. Alfred noch it lûdst. It wie slim om heit gûlen te sjen. Alfred hie de earm om Karen hinne en sij stie gûlend tsjin him oan. Ada gûlde sûnder lûd te meitsjen en wreau harsels de hele tiid oer de earmtakken. Se gûlden en praten in healoare lang yn brutsen sinnen. Se dienen neat foar pake dêr yn syn keamer.

Op it lêst sei muoike Karen: 'Ik wit datst nei hûs wolst foar it wurk, Alfred. Dat, do kinst no better fuortgean.'

Ada sei: 'Wolst net dat der fannacht ien bij dij bliuwt?'

'Dy jonge Dale Shatswell sei dat er wol komme woe, as ik dat frege.'

Alfred sei: 'Ik kom nei it wurk wol werom.'

'Omdat heit net woe dat we him balsemje litte soenen, moat ien de hele tiid kâlde handoeken op syn gesicht hâlde,' sei Alfred. 'Om ferkleuring te foarkommen.'

'Ja, en Dale en ik kinne dêr dan wol mei begjinne. Salang datsto komst.'

Ada sei: ‘En ik pak de telefoan sa gau’t we thús binne en lit it de oare bern witte. Janet en Gerda. En Richard.’

Karen suchte. ‘No, tsjin dizze tiid sit heit dêr yn de himel moai mei Abbott te praten.’

‘Ja, lit ús bidde dat dat sa is,’ sei Ada.

‘O, en ferjit net om Kon te beljen,’ sei muoike Karen. ‘Ik kin no noch minder sûnder him.’

‘Doch ik,’ sei Ada. ‘Dat doch ik graach.’ Dat wie omdat se Kon heel graach lije mocht. Doe’t se yn de nije Buick staptten, kaam dokter Fairlamb krekt oansetten. Hij hie net earder komme kinnen. Hij gong nei binnen en stelde offisjeel fêst dat pake dea wie.

Free ❁ 23

No’t se de dyk oer ferhuze wienen en yn it distrikt wennen fan skoalle nr. 4, waard der besletten dat Free en Everett dy hjerstmis better nei dy skoalle gean koenen. Boppedat wie Ada lang om let ta de konklúzje kommen dat dy bern fan Horsberg fiislakken wienen. Free koe gjinien op de nije skoalle en wie net wis oft er dêr wol graach wie. Mar de juffrou wie aardich. Se hjitte fan juf Olden en hie de hele tiid in goed sin. Twa dagen nei it begjin fan it skoaljier ferskynden der in pear fan de bern fan skoalle 3, Peter en Paul Horsberg, en Gladys en Hesta Windmiller. Har juffrou wie siik en salang moasten se ergens oars hinne. Alvina wie ek siik. Se kamen yn in weintsje dat troch in âld fos dy’t Gip hjitte lutsen waard en troch Peter stjoerd waard.

Free hie der gjin sin oan om fêste maten mei Peter en Paul te wurden. Toch frege er Peter oft er mei har ride mocht, mar dy sei fan nee. Doe’t hij en Everett in stik achter it weintsje oanrûnen, waard Peter likk en stiek er de fûst nei har op. Dêrnei stieken Free en Everett it nôtfjild oer nei hûs ta.

Om dy tiid hinne kaam omke Richard om har heit te helpen bij it maisplôkjen. Omke Richard wie feilich út de oarloch weromkommen. Yn Frankryk hie er foar it leger itensiede moatten en hij wie ferneamd wurden om syn pankoeken. Hij koe pankoeken bakke sa tsjok as in tomme, sûnder sels mar molke te brûken, allinne wetter. It siet him yn de manier wêrop’t er it besleek mong.

Al gau gong der wat mis mei Peter en Paul en har hynder en wein.

Op in dei yn oktober sei Peter dat Free en Everett nei skoaltiid meiride koenen as se dat woenen. Se staptten allegear achter elkoar yn. It wie in sinneskynde. Free en Everett sieten foaryn bij Peter, en Gladys en Hesta achtern yn bij Paul. Free fûn it in hele aardichheid om

nei skoaltiid yn in wein nei hûs te riden yn pleats fan altyd rinne te moatten. Se rôlen de pleats fan Rath foarbij. In readkoppige spjocht fleach har fan telefoanpeal nei telefoanpeal hieltyd foarút. Elke kear as se hast nêst him wienen, fleach er yn in bôge fuort nei de punt fan de folgjende peal.

Omke Richard wie yn it lân nêst de dyk oan it maisplôkjen. Free seach syn stjitplanke oer it giele maisfjild bewegen as in seil op in gouden mar. Doe't se bij in lichte yn de dyk kamen, stoppe Peter.

'Ho, Gip.' Peter seach alle kanten út om him hinne. It lege stik yn de dyk wie presys in plak dêr't gjinien har sjen koe fan de hiemen dêr omhinne. Peter oerhandige Free de linen. 'Pas no goed op dat Gip net nei hûs ta rint. Hâld him stil oant wij weromkomme.'

Free krige de leien beet. 'Wêr geane jim hinne?'

'In maisfjild yn. Om it even mei de famkes te dwaan. Lykas altyd.' Free fiede him mislik wurden. Hij woe út de wein en troch it lân nei hûs ta.

'Wêrom bine jim it hynder net gewoan oan in peal as dat alles is wat jim fan mij wolle?'

'Gip hat leard hoe't er it tou om de peal brekke kin. Hij skuort der sa lang oan dat it brekt en dan begjint er bij de dyk lâns gers te fretten. De lêste kear friet er hast oan de hoeke ta foardat we him ynhellen.' Free besepte dat er inkeld it feintsje fan de Horsbergbern wie.

Peter en Gladys, en Paul en Hesta, kroepen ûnder it stek troch en ferdwûnen yn it maisfjild. Se bleauwen dêr in heel skoft. Free en Everett sieten, al tomkedraaiend, te wachtsjen. Lang om let kamen de fjouwer werom. De famkes glimken nei de riemmen om har mul en hienen foksesturtgerssje op de rêch. De jonges seagen belangrikich en hienen smoarge fegen om de gulf hinne. Free waard dêr lil om. Hij joech de leien oan Peter werom. Doe't se bij de hoeke kamen, sei Peter 'ho' tsjin Gip om Free en Everett útstappe te litten.

'Oant moarn nei skoaltiid dan.'

Free wachte oant er de brievebussen foarbij wie. Doe draaide er him om en sei: 'Ferhip do mar. Ik bin dyn feintsje net.'

Dy jûns, nei iten, seach omke Richard op fan it johnnycake-iten. 'Hee, Free, wat dienen jim dêr yn dy lichte nei skoaltiid?' Hij hold dêrbij de holle wat skean. Free liet syn hier oer de eagen falle.

'Wat dienen dy bern fan Horsberg dêr.'

Dat pikte Ada ek op. 'Dogge dy bern fan Horsberg dat no wer, Free?' Free woe net klikke. Hij seach Everett even oan om him ek stil te hâlden.

Ada suchte. 'Ik sil bliid wêze as dy bern fan Horsberg wer nei har eigen skoalle kinne.' De moandeitemoarns dêrnei kamen de bern fan

Horsberg en Windmiller net opdaagjen. Har juffrou wie dat wykein wer weromkommen.

‘Moai, dy binne we kwyt,’ sei Ada.

Edward Underhill gong ek nei skoalle 4. Hij wie dom, krekt as Everett, mar wie wol âlder. Op in dei, nei skoaltiid, glimke Edward nei Free wylst iderien syn oerskuon en jassen en wollen mûtsen oanloek. ‘Free, wêrom rinst net mei mij dwersoer nei hûs troch it lân fan Walker? Dy beek rint ek troch jim lân.’

Free klikte syn lêste gasp fêst. ‘Mem wol dat we de lange wei nei hûs ta nimme oer de dyk, sadat we net mei de jas oan it stikeltrie heakjen bliuwe.’

‘Ik wit in feilich paadsje. Want oars soe ús mem it ek net lije wolle.’

‘Hoe komst dan troch it stek hinne?’

Edward glimke mei de eagen ticht. ‘Kom mar achter mij oan.’

Free besleat om de koartste wei te nimmen. ‘Hup, Everett, we gean mei Edward. Sjit op, do bist altyd let.’

Edward wist echt in goede manier om nei hûs te kommen. Oan de râne fan it skoalterrein liet er har sjen wêr’t de beek de grûn ûnder it stek fuortspield hie. Dêr koenen se der maklik ûndertroch krûpe. Dêrnei folgen se de beek troch it lân fan Walker. Edward liet har nijsgjirrige dingen sjen. Bij de brêgepoel swommen wetterwantsen nei de oare kant. Twa fan de grutste readkopspjochten dy’t Free oait sjoen hie, hienen in nêst yn in lange rige machtich hege waaibeammen. Dy spjochten wienen sa grut, se liken op de earm fan har heit dy’t mei in hammer in spiker yn it hout hufte. Under de twa balken oer de beek hinne wenne in bazige nerts. Yn in âld put wienen de ferrotsjende houten kanten oan it ynsakjen.

Doe’t se bij de hoeke fan it stikeltrie tusken har beide pleatsen kamen, moast Edward glimkje. Alle Underhills glimken mei de lippen fanelkoar. ‘Sjochst dy hoekpeal dêre? Ik ha dêr klampen op slein. Oan beide kanten. Dan kinst oan ien kant omheechklimme en dan derbij del oan de oare kant.’ Dat fûn Free nochal snoad betocht. Edward klom der it earste oer, nei de kant fan Underhill. Free klom dêrnei nei de kant fan de Alfredsons. Dat gong echt sûnder problemen.

‘Hup, Everett.’ Everett klom der ek oer en sels hij die dat flotwei. Gjin skuorren yn de klean.

‘No,’ sei Edward, ‘ik kin no better gau nei hûs gean foar myn wurk. Ik sjoch dij hjir moarn wol wer.’

‘Ja, oant moarn.’

Ada stie it bôlebesleek luchtich te meitsjen op de keukenstafel. Dêr hie se aardichheid oan. Se pakte it besleek mei beide hannen beet en

goaide it helendal oan de solder ta, en liet it dan op it bôlebakkersboerd ploffe. As it besleek foel, kaam der in wolkje omheech.

Everett lake. ‘Doch dat nochris, mem.’ Ada glimke. Se sloech in pear kear op it besleek om as wie se in bokser; doe pakte se it wer beet, en it oan de solder ta hâldend, liet se it wer op it bôlebakkersboerd ploffe.

‘Noch in kear, mem.’

Free seach dat syn mem trettjin bakfoarmen achter op de kachel stean hie, allegearre ynsmaard en klear om te brûken. ‘Wêr is dy ekstra bôle foar, mem?’

‘No,’ sei syn mem, ‘net foar de njoggenennjoggentich.’

Alfred seach op fan dêr’t er mei de fuotten op de maiskiste siet. ‘Jim mem hat wer begrutsjen mei dy skoaiers.’

Free seach Ada freegjend oan.

‘Ja,’ sa gong Alfred fierder, ‘sûnt jim pake stoar, hat se hieltyd iten jûn oan dy omswevers dy’t hjir delkomme. En ik bin der no wis fan dat dit plak fan in teken foarsjoen is dat de frou fan dit hûs in weak gemoed hat.’

‘O, Alfred, no oerdriuwst in bytsje.’

‘Nee, dat is stjerrende wier.’ Alfred sêgde even fûl oan syn piip. ‘Dy Internasjonale Arbeidersbewegingsjonges hawwe in krúske op de hoekpeal setten bij de brievebussen.’

‘Och, kom no, Alfred. Kristus hie altyd in swak foar de hungerigen.’

‘Foar bolsjewiken? Dêr leau ik neat fan.’

‘Der moat toch ien wêze dy’t it foar har opnimt.’

‘Harkris even, leave. Stel, der komt in kear sa’n bolsjewyk ús grutte dyk del, en hij sjocht dat krúske dêr op de hoeke, en hij kloppet hjir dan op de doar en docht hjir dan syn smoarge dingen, wylst ik oare kant de pleats yn it lân bin. Wat dan, h’n?’

‘Dan doch ik gewoan in berop op syn bettere natuer.’

Alfred snúfde. ‘En dan kearst him seker ek noch it oare wang ta?’

Everett hie net folle niget oan dy bolsjewiken fan de IWW, de International Workers of the World. ‘Mei ik it earste nije plaske ha, mem? Mei in heel soad ranende bûter derop?’

‘Jawis wol, jonge. Yt de plaskes en dan krijst krollich hier.’

Free wist dat it eigenlik syn beurt wie foar it earste plaske, mar hij besleat der gjin spul om te meitsjen. Hij hie mear belangstelling foar wat oars. Hij loek de wurkklean oan. Krekt doe’t er de doar útstapte, spriek syn heit him oan. ‘Wacht even do. Der binne net safolle mear fan dy krekt pelde kolven oer, dat ik tink datst no better dy kolven bij de bargaen sykje kinst. Ien koer mei goede kolven en ien koer mei bargekolven.’

Free hie it mear oan bargekolven fandeljen. Yn de jûnsskimer wie it soms lestich om in kolf te ûnderskieden fan in beferzen bargekeutel. De kolven moasten feitlik ien foar ien opfandele wurde. Mar hij gong earst de dyk op nei de brievebussen bij de buorlju om te sjen oft der werklik in tekentsje foar de omswevers op de hoekpeal stie.

It wie earst suver te tsjuster om it te finen. Mar doe't er syn want útloek en mei in finger oer de sederhouten peal striek, fûn er it. It wie in smel letterke X. Dy wie mei in knipmes yn de peal fike. Rjochts fan de letter stie it nûmer 1 en de letter R. Dy 1 en de letter R betsjutten grif it earste plak rjochts. Heit hie, lykas altyd, gelyk.

Hij gong werom nei it hiem en helle de aaien. En ek de kooks foar de fulkachel. En de krekt pelde kolven. As lêste fandele er de kolven bij it foerplak fan de barga. De measten dêrfan wienen yn de grûn wâde en dêryn fêstferzen. It koste aardich wat tiid om dêr in hânfol fan te sykjen en doe't er dy op it lêst yn de tinnen koer smiet, bedieken se amper de boaiem. 'Heit soe dy kolven sels ris in kear helje moatte,' mompele er. 'Dan soe er witte hoe dreech dat is.'

Foarwer bûgd smiet er der noch ferskeidene hânfolen bij. Mar noch altyd wie de boaiem net bedutsen. 'Dat nimt in ferrekt soad tiid.' Syn lippen krollen har yn syn jongeslikens. 'Der is aanst gjin tiid mear om foar melken te boartsjen.' Mei syn wanten stiif oanlutsen koe er krekt tsien kolven yn ien kear beethâlde. Tsien per kear. Hee, as er der in spultsje fan makke, soe it miskien net sa lang duorje. Tsien kear tsien wie hûndert. Hûndert soe ûngefear in kuorfol wêze. It soe net sa'n soad tiid kostje om hûndert kolven bijelkoar te skarreljen.

Hij telde de hânfolen. Earst tsien. Dan tweintich. Hij besleat om net yn de koer te sjen foardat er dêr de folle hûndert yn hie. Fyftich. Santich. Njoggentich. 'Jakkes, in bargekeutel.' No njoggentich dan. De tsiende kear tsien. Hij seach yn de koer. Doe't er seach hoe'n lyts bulstje dy hûndert yn it echt foarmen, sakke er ynelkoar yn de hoksen. 'Dy smoarge koer kinne wol tûzen kolven yn.'

'Wat is der te rêden, jonge?' Free seach omheech. Heit.

Alfred glimke. 'Wol 't net?' Hij bûgde foarwer en begûn him te helpen. Hij droech syn blau-swarte duffel en alle kearen as er foarwerbûgde, glied dy wat om syn nekke hinne. 'Der binne eigenlik net iens safolle losse droege kolven, leau ik.'

'Nee, dat is sa.' Free koe syn heit wol oankrûpe dat er him kaam te helpen.

'Ik ha in idee. Wacht even.' Alfred trêde nei de krêbe en helle de jirpelgripe. 'No ris even wer sjen.' Hij stiek de gripe yn de beferzen laach kolven en stront en treau. De kolven kamen omheech, de measten los. Hij raamde fjouwer paadsjes troch it mingsel hinne. Doe sette er de

foarke oan de kant en holp Free om de droechsten bijelkoar te fandeljen. Tegearre koste it mar in minút om de koer te fullen. Soms koe heit echt in goede heit wêze.

Larry Grey waard syn folgjende maat. Larry siet yn deselde klasse en wie like intelligint. It wie spitich dat Larry de oare kant út wenne, want oars hienen se tegearre nei hûs ta rinne kinnen. Syn âlden wienen luthers. Doe't it maityd waard, spilen Free en Larry yn itselde team honkbal. Se fertelden elkoar oer har heiten en memmen. Free en Larry hienen der beide in hekel oan om bij de bargaen kolven te fandeljen. Beide hienen se der in hekel oan om ûnder in pikkende brodske hin de aaien te fandeljen. Beide fûnen se de lange gebeden yn tsjerke fierste lang. Fan alle skoalboeken holden se beide it meast fan it lêsbok.

Tsjin de earste april besleat Free dat er Larry leaver lije mocht as wa dan ek op de hele wrâld. Se hoegden noait op elkoar yn te praten of kwetst te dwaan, om har sin te krijen. Soms koe er it net litte om de earm om Larry syn skouder te lizzen, en soms koe Larry it net litte om syn earm om Free syn mul te slaan. Free wie langer en dat fûnen se beide krekt sa't it hearde.

Edward besocht om Free werom te krijen as freon, mar Free gong dêr net op yn. Dat makke Edward lilke en hij begûn Larry te pesten. Hij pakte Larry syn breiden mûtse ôf en smiet dy yn it húske fan de jonges, en moast laitsje doe't Larry him der mei in stok útfiskje moast. Hij sei dat Larry syn mûtse de goede kleur hie, sadat men net sjen koe wat no it ferskil wie. Doe't juffrou Olden en alle bern yn it middeisskift bûten wienen, bearde Edward dat er nei it húske moast en hij sloep doe om de oare kant fan de skoalle hinne, gong nei binnen en goaide Larry syn inktpot oer syn bank hinne. Dat die er dat Larry mar in 'ûnfoldwaande' krije soe op gedrach.

Free woe dat Larry in stok pakte en him in pak op 'e hûd joech. Larry syn suster Elsie woe ek dat Larry Edward ris even geweken naam. Mar Larry glimke mar wat en sei dat er him net drok meitsje koe oer in jonge dy't yn it echt Eddie Underbroek hjitte. Iderien lake doe't se hearden hoe't Larry mei mar in pear wurden mei Edward Underhill ôfwefde. Edward rûn allinne fuort en stie ûnder de wylgebeammen te stúmjen.

Oan 'e ein fan it skoft wie Edward sa poer, dat er Larry stroffelje liet doe't dy foar in trijehonkslach nei it twadde honk draafde. Larry foel mei in grouwélige klap presys op it tredde honk, in grize stien dy't boppe it gers útkaam. Larry waard wyt en rekke bûten westen. It waard Free swart foar de eagen. Hij wie sa lilke dat er der net iens oer neitocht dat Larry miskien wol dea wêze koe. 'Do ferrekkeling!'

Free draafde nei de wylgen en pakte in grouwe kneppel mei in tsjok boppe-ein. En kaam as in wyld weromstowen. Edward seach ien kear nei him en draafde doe streekrjocht nei hûs. Hij ljepte oer it stikeltried en fjouwere as in bangeskiter it lân yn. Free sprong sels ek oer de triedden hinne en siet him helendal oan de waaibeammen ta achternei, dêr't de grutte spjochten nestelen.

Juffrou Olden rôp har nei. 'Hee, jonges! Free? Edward? Kom hjir, en gau! Jim beide.' Edward draafde troch.

'Hjir, en gau wat!'

Free stoppe úteinlik. Mar wie noch altyd lil. Doe't er ûnder it stek troch wer it skoalplein opkroep, woe er earst net syn kneppel ôfjaan.

'Free!' Juf Olden griep nei de kneppel en skuorde deroan. 'Loslitte. No direkt.'

Elsie prebearre Larry te helpen om op siken te kommen. De oare bern stienen op in klútsje te sjen.

'Loslitte!' Juf Olden skuorde noch in kear oan de kneppel.

'Edward hie Larry net sear dwaan moatten.'

'Ferjit dat no mar even,' sei juf Olden. 'Jou mij dat ding. We wolle dij hjir net omdraven hawwe as in woest hoaleminsk. Jou oer.' Se skuorde noch in kear fûl oan de kneppel. Op it lêst liet Free los.

'Ik wol net dat myn learlingen kneppels meinimme yn skoalle.' Doe lei se de earm om Free syn skouder hinne om him witte te litten dat se oan syn kant stie. 'Heden, Free, do moatst dij net sa opwine. Dat is net goed foar dij. Sjoch dijsels no ris. Hearken, do bist oan dyn hals ta helendal read.' Se smiet de kneppel nei it houtskuorke.

'Hij moat in goed pak op 'e hûd hawwe. It is in g-g-gemeen k-kring.'

'Free toch, do bist sa oerémis, do stammerst derfan.'

'Mar dat is er. Jo soenen ris hearre moatte wat er soms seit op it h-h...'

'Sjong it dan mar ast it net sizze kinst, Free. De bêste manier om fan it stammerjen ôf te kommen is om te sjongen watst op it hart hast.'

'M-mar dat haw ik fan ús pake en dy hat n-n...'

'Sjong it mar, Free.'

Uteinlik song Free it. 'Dy hat dat noait kwytwurde kind as er him opwûn.'

'Dat is better, Free. En wat seit Edward dan op it h-h...?'

'Op it húske. Dat de bêste tiid om brune skuon te poetsen is as jo poepe. Dan sjocht gjinien it ferskil oan dyn fingers.'

Doe waard juf Olden lil. Se pakte de belle en liet dy klinke. Iderien moast fluch sitten gean. Elsie en Free holpen Larry oerein. Dy koe wer sykhelje troch earst wat te hoastjen. Juf Olden tekene dy

deis oan dat Edward Underhill in heale dei ôfwêzich west hie en foar Free Alfredson dat syn gedrach ‘ûnfoldwaande’ wie.

Ada * 24

Op in middei mids april gong de telefoan. Ada naam him op. It wie har neef Garrett Engleking. Ada mocht Garrett graach. Hij hie waarme blauwe eagen en in kreas bosk ljocht steil hier. ‘Ik tocht dat ik dij miskien better even opbelje koe om te sizzen dat heit minder wurden is.’

‘Ik wist net dat er siik wie.’

‘Hij hat al in moanne lang net rjocht halich west. De dokter tinkt dat er in lichte beroerte hân hat. En no hat er de hik.’ Ada seach strak nei it pear nikkelen bellen op de telefoankast. De hik? Dan koe it slim wêze.

‘De echte reden, Ada, dat ik dij belje is dat heit frege hat om dij te sjen.’

‘Is dat sa? En no tocht ik dat er der net oer koe dat ik soms wat kritys oer him wie.’

‘Heit bewûndere dyn lef, Ada.’

‘Ik sil besykje om te kommen.’ It reinde de oare deis. Alfred sei dat it te modderich wie om de auto te nimmen. Hij stelde foar de hynderen-buggy te nimmen.

‘De skimmel, Nell, kin aardich hurd rinne.’

‘Dat is wol goed. It is dan sneon en ik moat ek noch wat boadskippen helje.’

Ada naam Free mei. It waard tiid dat de jonge fan sokke dingen te witten kaam. It reinde de hele wei nei de stêd ta. Tsjin de tiid dat se de reed oprieden nei grutte John, wie Nell út harsels al oergongen ta stapfoets rinnen. It spatskerm siet ûnder de modderspatten. De reed rûn bol, heech yn ’e midden, en Nell koe it mar amper op poaten hâlde, se glied fan de iene kant fan de middenrichel nei de oare. De buggy liet in kronkeljend spoar achter yn de modder.

Garrett seach har oankommen en kaam har foar hûs temjitte. Hij glimke har beiden wat flau ta. It reinwetter rûn fan syn giele oaljeas en reade learzens. Hij bûn Nell oan in peal fêst. Ada stapte út, en help doe Free nei ûnderen.

‘Moai waar foar de eintsjes.’

‘En noch better foar de bargaen.’ Garrett knikte nei in pear sûgen dy’t bij de melkersskuorre yn moddergatten omrôlen. Muoike Josephine die de keukensdoar iepen foar Ada en Free. Se wie read oanrûn fan it gûlen.

‘Och, Ada, wat aardich datst kommen bist.’

‘Hoe is it mei omke?’

‘Kom, sjoch sels mar even.’

De nichten sieten yn de keuken te gûlen. Se koenen Ada amper weromgroetsje. Ada hold Free bij it skouder beet en loadste him foar har út, wylst muoike Josephine har foargong nei de sliepkeamer.

Yn de sliepkeamer wie it neargeastich skimerich. Der hongen donkere portretten fan pake John en beppe Adelheid oan de muorre. Dy liken op de portretten dy’t har heit Alfred ek hân hie. In ladekast en in buro, fan donker mahoankehout, stie swart tsjin de muorre oan har kant. In tsjokke pers, donkerread mei de goudkleurige omtrekken fan in liuw, lei nêst it bêd.

It mânske himelbêd mei syn koperen pylders stie yn de súdwestlike hoeke fan de keamer. Troch de twa ruten foel oer it ein dêrfan in swak ljocht. Wat it each holp om de man gewaar te wurden dy’t tsjin in steapel kessens lei, wie it hikjen. De hik liet him en it bêd sa skodzje, dat it like as hie in ûnbarmhartige terskmaschine him te pakken. De grutte kwabben los fleis fan it ienris sa machtige manljuslichem rimpelen elke kear as wetter dêr’t de wyn oer blaast.

De rook yn de keamer wie de iennige rook dêr’t Ada net oer koe. Dy fan in rûzige bear. Se wie op in kear op syk nei aaien it bargehok yngien, krekt op it stuit dat in bear klear wie mei in sûch. De rook fan dy bear hie se noait wer kwytwurde kinnen. Se koe dy soms oan Alfred rûke. It wie de soarte rook dy’t je soms krigen as je in hoanne slachten en je dan per ûngelok troch de siedballen snijden, behalve dat dy noch sterker wie. In frou dy’t der it mier oan hie om de hele tiid swier te wêzen fan bern, walge dêrfan mei har hele hart.

‘Omke John.’ Ada stoarre nei de ferskronfele húl fan de man. Hij like mear op it bloedeloaze karkas fan in âlde bear as op in minsklik wêzen. Hij like sels op har eigen ferskrompele heit, doe’t dy op stjerren lei.

‘Gean’ -hik- ‘sitten.’

Muoike Josephine skode in stoel oan foar Ada. Free stie tichtbij. Omke John stoarre yn gedachten nei Free. Syn read burd, ferfeale ta piper en sâlt, lei as in hiernetsje oer syn ynfallen boarst. ‘Dyn soan’ -hik- ‘liket in echte Engleking.’

‘Ja, dat is sa.’ Ada streake mei de hân oer Free syn ljocht hier. Se prebearre mei de wietmakke fingerseinen Free syn twa hierboarstels plat te lizzen. ‘Free, dizze man is dyn âldomke. Do krijst net faak de kâns om dêr ien fan te sjen, hè?’

Free seach grutte omke John even rjocht oan. ‘Goeie.’ Omke John syn hik liet it bêd soms sa fûl skodzje, dat de brûnzen têsten op de hoekpylders dêrfan hinne en wer wibelen.

‘Ada, ik woe dij wat sizze ...’ Hij swijde even, en seach even fluch nei Free. ‘Ik freegje mij ôf ...?’

‘Ja.’ Ada lei in hân op it skouder fan har jonge. ‘Free, wêrom giest net even nei de keuken om te sjen wat de famkes dogge?’ Free seach noch in kear nei syn âldomke en gong de keamer út. Muoike Josephine postuerde har oan de foet fan it bêd en seach, stil gûlend, del op har man. De donkere bûden ûnder syn eagen hongen swier del, en loeken syn ûnderste eachlidden, iepen en rau, nei ûnderen.

‘Ada, myn broer Alfred is dea, dat ik kin him net sizze hoe’n spyt ik ha om al dy gemene dingen dy’t ik him yn it ferline oandien ha.’

‘Omke, ik wit seker dat heit op it plak dêr’t er no is, jo al lang ferjûn hat. As dat al noadich wie.’

‘Ja, dat tink ik ek. Mar it probleem, Ada, bin ik hjirre, - hij sloech himsels sa fûl op it boarst, dat dy klap him suver likefolle skodzje liet as de hik - ‘dy’t himsels noch altyd skuldich fielt. Sa skuldich. Destiids fûn ik him in dwaas dat er net in bytsje genietsje koe fan de lusten fan it fleis. Mar no’t ik nei de ein gean ... ik wit net ... miskien hie er toch gelyk. Omdat’ -hik- ‘wat baat hat it mij brocht? As dit de manier is wêrop’t it einiget ...’

‘O, omke, jo libje miskien noch in heel skoft.’

Hik. ‘Nee, it giet nei de ein.’ Triennen rôlen út syn read oanrûne eagen. ‘O, Ada, ik bin sa bang dat ik net rêden wurde sil.’ Muoike Josephine begûn mei in heech lûd te skriemen, as in hûn dy’t bûten de doar steand der wanhopich yn wol.

‘Hat dominy hjir al west?’

‘Elke dei. Hij hat wurdearring foar it feit dat ik âlderling yn syn tsjerke west ha.’

‘Hat hij mei jo bidden ta God om Syn genede en ferjeffenis?’

‘Ja, mar nachts, as er wer fuort is, bin ik wer dêr’t ik wie. Bang foar myn siele. Dat ik al folslein ta de hel feroardeeld bin.’

‘Jout de dokter jo neat foar dy hik?’

‘We ha fan alles besocht.’ Hik. ‘De siken ynhâlde. Ien binnenkomme litte en mij kjel meitsje as ik it helendal net ferwachte. Liters kâld wetter heel stadich opdrinke. Mei de fuotten omheech lizze. Yn- en útzemje yn in papieren pûde oant ik yn de sûs reitsje. De dokter hat sels besocht om mij spuie te litten krekt as ik hikje soe.’

‘Wêrom dat?’

‘Hij sei dat de hik’ -hik- ‘eins in sabeare besykjen wie om te spuien, en dat echt besykjen om te spuien úteinlik dy oanstried befredigje kinne soe.’

Ada fiede harsels nuvere sterk. Se woe nei him ta en de earms om har omke hinne slaan en him mei tuten treaste yn syn lêste oeren.

Hoe wienen de machtigen fallen. De ienris krachtige koaning fan de Englekings lei as in flústerjende lege hûl op syn stjerbêd.

‘Ik bin noait dy ienfâldige earlike man op it lân wurden.’ De hik skodde him ferwoest hinne en wer, as woe er elke ûns fleis út de sek fan syn hûd skodzje, foardat er mei him ôfweefd hie. ‘En no hat de Heare mij slein mei dizze ferskriklike kwellings.’ Muoike Josephine stie dêr noch altyd, stiif as in biezemstâl, en skriemde har oan wetter. Triennen makken plakken op har grize jurk. Se griep de koperen stangen fan it fuottenein sa fûl beet dat de palmen fan har hannen in piipjend lûd makken.

‘Sa’n grut man. Dat er ús no ferlitte moat yn de kracht fan syn libben.’ Har stim briek. ‘Tragys. Wylst ik him noch in bern skinke woe.’

‘Mar muoike,’ rôp Ada út. ‘Jo ha al tolve bern bij him.’

‘Nee hear. Mar tsien bij John.’

‘O ja, ik siet leau ik te tinken oan de fjouwer dy’t omke John bij syn earste frou hie, en dy’t jo as jo eigen grutbrocht hawwe.’

‘Ik woe noch in bern út syn heupen. It sie fan in edel man is kostber as in nij folk in nij lân befolket.’

Ada betocht ynienen wat. Se draaide har om nei har omke. ‘Hawwe jo frede sletten mei jo styfsoan Wilmer Youngman? Muoike har bern bij har earste man?’

‘Hij en ik ha juster tegearre bidden.’

‘Dan wolle jo dat ik yn myn heit syn skuon stap en jo ferjou?’

‘Ja.’ Hik. ‘Ast dat wolst, dochter.’

Ada har hart gong út nei har omke. Se glied fan har stoel en knibbele nêst syn bêd. Se die de hannen gear en lei se dêr’t er dy fan har oanroere koe. Se wachte oant se syn hân, kromlutsen en hast kâld, op har eigen hannen fiede. Doe begûn se: ‘Us Heit yn de himel, wij komme op knibbels ta Jo, nêst it siikbêd fan in dierbere waans hart ferskuord wurdt troch skuld, yn de neitins oan it tekoartdwaan oan oaren, en wij freegje Jo om Jo ear nei ús te niigjen en nei ús gebed te harkjen. O Heit, ferjou dizze nederige tsjinner fan Jo. O Heare, jou him genede mear noch as kracht, dat er mei freugde op it nije en hearlike libben tidigje mei dat him yn de himel wachtet. Bij de dea folstiet moed net. Allinne de treast dat men rêden is, dy helpt. Mar tagelyk, o Heit, as syn libben noch even sparre wurde mei, ja, jou dan syn lichem de kracht om syn frjemde oandwaning te oerwinnen. Jou dizze earme nederige sûndaar teminsten in lyts part fan syn ienris machtige fermogens werom. Jou him treast mei de gedachte dat er yn elk gefal ier of let oan de oare kant net allinne syn Skepper mar ek syn dierbere broer, en syn dierbere heit en mem moetsje sil. Ferjou ús al ús sûnden, wij freegje dat yn Jezus’ namme. Amen.’

Doe gong se oerein, leunde foaroer en joech har omke in tût. Doe't har lippen syn lippen roerden, fiede se hoe't dy har fluch ta in rûntsje foarmen en har weromtuten. Sa tute Free har as er ferlet hie fan har leafde en tagedienens.

Free ❁ 25

Free koe der net oer om syn mem har nichten gûlen te sjen yn de keuken. Hij mocht de lytste, Fredrika, wol lije, mei har skeinspruten en lange gouden frissel, mar dy gûlde it lûdst, as wie sij de iennige dy't echt wist dat har heit net better wurde soe. Free swalke nei de lytse stoepe. Dy stoepe hie mar ien rût en seach út op de melkersskuorre en it plak foar de bargaen fierderop. Hij koe de eagen fan grutte omke John net bij him wei krije. Troch dy blauwe bûden dêrûnder en dat wetterige reade fleis om de râne moast er tinke oan barge-eagen. Syn each foel ergens op. Dy sûgen dêr yn it reinwetter, bij dat moddergat ... hee ... dêr lei ien dea. En ... godskes! Dy waard troch de oaren opfretten. De kop wie hast ûnder de blabze bedobbe. Der kaam mar ien puntich ear boppe út. Sa'n tsien, tolve swarte sûgen skuorden der lapen fet en fleis ôf, en slokten dy dan troch mei in beweging as fan in grouwe slange. De fette sûgen om har slachtoffer hinne hienen haast om te sjen wa't it measte opfrette koe. Echte bargaen. Free gappe nei de siken. It skeat troch him hinne dat, as hij thús net yn it foerplak sprongen wie om Albert te rêden, dit ek mei Albert gebeurd wie.

Hij stode nei bûten it reinwetter yn. Hij seach Garrett stean dy't in tsjil smaarde fan in wein bij it maishok. 'Hee Garrett,' rôp Free, 'dy bargaen frette elkoar op.'

Garrett seach nei wêr't Free hinne wiisde. Doe, in tel letter, liet er de grutte moersleutel falle en stampde er yn syn reade learzens nei it stek bij it melkershok. Hij stoarre nei wat der noch oer wie fan de deade baarch.

'Dat wie dy kreupele sûch. Dy is juster net goed wurden en moat fannacht yn it reinwetter ferdronken wêze.'

'Kinst net wat dwaan?'

'Te let no.'

Free wist dat as syn heit der west hie, hij mei in kneppel deryn batst hie.

'Ik soe it fleis dat noch oer is rêde kinne,' sei Garrett, 'mar dy sûch wie toch te siik om te slachtsjen.'

'Mar wurde de oaren der dan net siik fan?'

'Nee. Dy ite troep, wistste, en al de oare bedoarne rotsoai út de keuken.'

It lûd fan hoe't de grouwe sûgen grutte lapen rau fleis trochslokten, waard Free tefolle. Syn mage kaam omheech, en woe koarje. Garrett seach him oan.

'Hee, jonge, doch dat net te faak, oars krijst noch de hik, krekt as heit.'

Free hie syn bekomst fan wat der geande wie op it ferskriklike hiem fan omke John. Hij rûn werom nei de keuken en frege ien fan de gûlende nichten fan syn mem om in glês wetter. Dat krige er fan de leaf sjende Sadie.

Free * 26

Dy simmers hienen se in oerfloedige opbringst fan appels. Doe't de appels noch grien wienen, hie Ada der de hannen fol oan om de bern út it hôf te hâlden. Free hofkesong ien kear en rekke doe sa slim oan de poeperij dat Ada har ôffrege oft se de dokter net helje moasten. Doe't de duchessappels ryp wienen, mochten se fan Ada om tsien oere ien wite weake appel ite, en in oaren nei it middeisiten, noch ien om trije oere, en in lêstenien as se op bêd gongen. Letter, doe't de lytsere wylde appels read waarden, mochten se elk per kear twa ite.

Twa kear wienen se toch it hôf binnenslûpt, ien kear troch it hege ûnkrûd bij it bargeplak, en ien kear troch it hege mais oare kant de reed, en beide kearen wienen se betrape. Alfred joech Free earst in pear goede tikken, doe Everett. Doe't er him omdraaide om Albert ek even geweken te nimmen, wie dy ferdwûn. Albert seach altyd gau problemen oankommen en naaide dan stikem út. Alfred moast soms laitsje om hoe goochem Albert dêryn wie.

Op in dei kaam muoike Karen del mei har man, Konstant Harmer. De bern mochten muoike Karen wol lije, mar omke Kon noch folle mear. Omke Kon hie altyd wat bij him foar har, in knoop út de oarloch, in nij soort potlead, of in nije liniaal foar skoalle. En as se him opsochten bij him thús, sette er altyd in âld Atwater Kent-radio oan, sadat se helendal út Pittsburgh muzyk hearre koenen. Sûnder triedden. Dwers it lân oer, troch de loft.

Sa gau't muoike Karen en omke Kon, en har heit en mem, yn 'e hûs gongen wienen om wat te sitten en te praten, seagen de trije bern elkoar oan, laken wat, en wisten wol wat te dwaan. Mei besite derbij wie har heit net sa hurd tsjin har. Se draafden nei de beam dêr't de hânappels ryp wienen. Free klom nei de punt dêr't de readste appels hongen, en smiet dy nei ûnderen nei syn twa broers. Doe gongen se op it gers sitten en ieten de fan binnen huningswiete appels, oant har mage begûn

te piipjen as in droech weintsjil. Alfred seach tafallich even troch de miggedoar en fernaam wat se útheefden. ‘Wel potfergemy,’ rôp er, sprong oerein en draafde nei bûten.

Omke Kon gong Alfred fluch achternei. ‘Do wolst se toch net straffe?’

‘No, dat hie ik al yn ’t sin.’

Ada kaam ek nei bûten ta. Se skodholle nei Free. ‘Doe’t ik tsjin jim sei om bûten ûnder de beammen te boartsjen, bedoelde ik dizze beammen net.’

Karen seach ta út de doar iepening wei. Se lake. ‘Se binne sa aardich. Har gesichten sitte helendal ûnder it appelsop en se sjogge sa skuldich. Kon, soest in foto fan har nimme moatte.’

‘Hee, wacht ris even,’ sei Alfred, ‘jim wolle har no toch net beleanje foar it stellen fan appels?’

‘O Alfred,’ sei omke Kon, ‘wij ha allegear wolris hofkesongen yn ús tiid, toch?’ Alfred joech it op. ‘No, eh ... jim sin dan. Mar ik wol fan ’e jûn op it húske gjin klachten hearre.’

Foar de foto liet omke Kon har yn de hingelmatte klimme. Se sieten op in rychje. Everett hold syn noas fêst. Albert seach as soe er hast knappe. Free siet yn himsels te laitsjen ûnder syn fersliten striehoed. Achter harren, yn it gers, rôp in hin har team piken om te helpen bij it opfretten fan al dy fallen appels.

Letter dy wike plukte Alfred alle hânappels en wuolle se yn papier dat er út in katalogus fan Sears Roebuck skuord hie. Hij loege se yn in tûne yn de kelder. ‘No dan, dy appels binne foar de kommende winter,’ kundige er oan. ‘Dan ite we elke dei ien op. Ha jim dat goed heard, bern?’

‘Ja, heit.’

‘Op dy manier kinne we se wat oer it hele jier útsmare.’

Op in jûn krekt foar iten, frege Ada oan Free om foar har in blikje mei tafelsoer út de kelder te heljen. Se fûn dat se wat griens bij it fleis ha moasten. Om dat te heljen moast Free troch de keldersdoar oan de bûtenkant. Ien kear yn de kelder koe er it net litte. Hij griep in pear ynpakte appels, ferskikte de oerbleaune appels wat en kloppe it papier wat op, dat it like as wie de tûne likefol as dêrfoar, stapte healwei it trepke op en saaide de appels yn it hege gers bij de hingelmatte. Letter, nei iten, as der gjinien yn de buert wie, soe er nei bûten gean en se opite. Mar Alfred hie yn de wenkeamer syn piip sitten te roken, wylst er op it iten wachte, en hie dy appels foarbij it erkerrút fleanen sjoen. Mei it fladderjende papier deromhinne liken se op leechfleanende hjerstfûgels.

Hij sei net direkt wat. Mar ûnder iten siet er de hele tiid wat nuver

te sjen. Doe't it neigerjocht, ynmakke swiete parkes, omskept waard, hold er syn hân omheech.

'Ho. Gjinn parren foar dat mantsje. Syn neigerjocht leit dêr yn it gers.'

'Wat?' rôp Ada.

Alfred fertelde wat er foarbij it erkerrút fleanen sjoen hie. 'Of it moat wêze fansels dat reade appels koartlyn wjokken krigen hawwe.'

'O, sit dat sa,' sei Ada. Se seach Free oan mei in blik fan grutte teloarstelling. It slimste wie noch dat Free o sa graach ynmakke swiete parkes mocht.

Free * 27

Krekt foardat de skoalle wer begûn, kamen de buorlju, George Bowman en de frou, op in jûn op besite. Se hienen bij it middeisiten dêroer opbelle. Se hienen har lyts famke bij har. Ada seach ien kear nei de klean fan frou Bowman en gong doe mei de besite de moaie keamer yn.

Alfred loek fluch in nije overal oan en Ada die in nije grize skelk foar mei in read rânstje. De jonges waarden nei bûten stjoerd om ûnder de beammen te boartsjen. It famke bleau yn de moaie keamer bij de âlderen. Ada rôp Free al gau yn 'e hûs werom. Se treau him foar har út de sitkeamer yn. 'Dit is ús soan Free. Free, sis ris goeie tsjin de besite.'

'Goeie.'

'Goejûn,' sei frou Bowman. Bowman lake as in belangryk man. Hij hie in read gesicht.

Ada sei: 'Us jonge sjocht der op dit stuit net sa netsjes út, hij boartet bûten, sjoch.'

'O, dat begripe wij wol,' sei frou Bowman. Se lake as in dame út de stêd as dy wat fan je wol. Se hie swarte glimmende eagen, krekt as de lytse swarte skitterjende kraaltsjes op har mul. Har hier siet deftiger as dat fan syn mem. Frou Bowman hie de earm om de mul fan har famke. 'Free, dit is ús dochter Constance. Constance, sis ris even goeie.'

Constance woe net opsjen. 'Goeie.' Se hie slûk swart hier sadat se op in sweltsje like. Se ridele de hele tiid om yn har blau fluwielen jurkje. Se hie ek swarte eagen.

'Goeie,' sei Free, koartôf. It wie in kreas famke, mar hij hie Larry Grey leaver.

Frou Bowman sei: 'Free, we binne hjir om te freegjen oft Constance fan 't hjerst mei dij nei skoalle rinne mei.'

Free wist fuort dat er dêr gjin nocht oan hawwe soe. De skoalbern soenen him dêr de hele dei om narje. Hij seach swart.

‘No, Free,’ sei Ada, ‘wat lûkst in mâl gesicht. Bist net bliid datst in kreas famke hast om mei nei skoalle te rinnen?’

‘Ja, jonge,’ sei syn heit, ‘tink dij ris yn hoest dat no troffen hast.’ En laitsjend foege hij deroan ta: ‘Dat gelok hat mij nooit barre mocht.’

Bowman lake ek. ‘Fergemy, Alfred, ik leau dat dat foar mij ek jildt.’

Free wist dat as er nee sei, hij dan letter ôfgryslík útfoetere wurde soe. It wie de wet dat men goed opsjitte moast mei jo buorlju. Hij betocht wat. ‘Heart sij net bij skoalle 3, sa’t ik dat earder ek die? Doe’t we noch op har pleats wennen?’

Frou Bowman glimke. ‘Ja, dat is sa Free. Mar we wolle leau ik net dat se mei dy jonges fan Horsberg oprint.’

Dat makke in ferskil. Free wist wat frou Bowman bedoelde. Se woe net dat dy Horsbergjonges mei Constance dienen wat se mei de Windmillerfamkes dienen.

‘No, wat seist, jongehear Free?’ Frou Bowman lake him oan mei har meast ynnimmende memmelaits.

Free wifke. ‘No, goed dan. Mar ik wol net it lange ein oer de dyk rinne. Everett en ik geane meastal troch it lân.’

‘Dat is oan dij, Free. We wolle heel graach dat Constance mei dij nei skoalle rint. We tinke datst in jonge bist mei ferantwurdlikheidsgefoel en datst wiis genôch bist om net út skoalle wei nei hûs te rinnen as it ûnwaret of stoarmet. En sokke dingen mear.’

‘De juffrou hâldt ús meastal yn skoalle bij sok waar.’

‘Dat is heel ferstandich fan har. En ferstandich om nei har te harkjen.’

Syn mem seach him mei inselde ynnimmende laits oan. ‘Dat dan tinkst datst it wol wolst, jonge?’

‘Ik leau fan wol.’

‘Goed. Dat is dan ôfpraat.’

‘Constance moat dan wol op ’e tiid wêze. Ik mei graach betiid op skoalle wêze, want dan kin ik langer honkbalspylje foardat de juffrou oan de belle lûkt.’

‘Constance sil der op ’e tiid wêze, dat beloof ik dij.’ Frou Bowman sei tsjin Ada: ‘Ik soargje derfoar dat se op syn minst fiif minuten te betiid is.’

Ada glimke. ‘Se komt grif wol op ’e tiid. Al is Free helendal op ien ein as Everett lang wurk hat om him klear te meitsjen. Ik ha noch noait in jonge sjoen dy’t moarns sa hastich is om nei skoalle.’

Bowman skrake de kiel. ‘In goed teken, soks.’

‘Jawis,’ sei Alfred.

Free wie de earste kear wat noartlich tsjin Constance. Se wie op ’e tiid op it hiem, dat dêr koe er net oer kleie. Mar se koe nei syn smaak net

fluch genôch nei skoalle rinne. As er har oer de oerstap holp, dan leunde se op him as wie se famylje fan him. It kaam safier dat er amper ferneare koe dat se him oanrekke. En wat mear dat er op har omfoetere, wat mear se besocht om it him nei 't sin te meitsjen. Dan ljochten har swarte eagen op as blommen. Doe't it kâlder waard, begûn se in swart bûntjaske te dragen, mei in wite breiden mûtse. Dêrtroch begûn se noch mear op in sweltsje te lykjen.

Sa gau't se op it skoalplein wienen en sij feilich ûnder de hoede fan de juffrou wie, bearde Free dat er har net koe. De earste pear wiken rûn se him achternei, wêr't hij en Larry ek mar boarten. Larry wie wol genegen om aardich tsjin har te wêzen. Har folk gong nei deselde tsjerke as sines. Mar Larry fernaam al gau hoe't Free oer har tocht en begûn har doe ek te negearen. Wat mear Constance sjen liet hoe graach oft se Free lije mocht, wat mear dat hij besepte hoe'n grutte freon Larry wie. Sneons en sneins thús fierde er lange sabeare petearen mei him, soms sa echt dat er, as er op moandei Larry wer trof, soms muoite hie om noch te witten dat dat net echt west hie.

In jonge koe net mei in famke prate oer burnout spyljen. Of nêstelkoar stean en allebeide de gulp iependwaan. Of drome fan de dei dat se tegearre in terskmasine bestjoerden.

Op it lêst, op Thanksgiving Day, joech Constance it op om te besykjen syn freondin te wurden. Op wei nei skoalle rûn se wat oan de oare kant en lake likefolle ferlegen nei Everett as nei Free. Dat hie Free folle leaver. Bij it apart rinnen begûnen se ferhalen út te wikseljen. Constance fertelde dat har mem flak nei earste krystdei de trein nei Florida nimme woe foar in fakânsje en dat har heit dat perfoarst net woe. Dêrom mocht fan har mem har heit net mear sigaren yn 'e hûs roke. Op it lêst sei har heit, goed dan, dan gongen se mar, mar freegje mij om godswil net om dêr tennis te spyljen. Asjeblyft net. Free fertelde op syn beurt oer syn broerke Albert en in grappige opmerking dy't er makke hie. Har heit hie foar de famylje in nije fonograaf fan Edison kocht en Albert seurde bij Ada altyd om foar syn middeissliepke foar him asjeblyft in plaat te spyljen. Op in dei spile syn mem in plaat foar him dy't "Bring fleur yn it hoekje dêrsto bist" hjitte. Doe't it út wie, begûn Albert te sjongen fan 'Gjin geseur om it koekje foar it beest'.

Op in dei yn febrewaris kaam der in sniestoarm opsetten wylst se har middeisiten op sieten te iten. De juffrou sleat gau de skoalle en stjoerde de bern nei hûs, foardat it te slim waard. Larry hie tastimming fan syn heit en mem om dy nachts bij Free te sliepen. Alle fjouwer, Free en Larry, Everett en Constance, doeken ien foar ien ûnder it stek

troch bij de dûker en haasten har mei har allen troch it lân. De fûle wyn brânde har op it rjochterwang.

Tsjin de tiid dat se de beek oerstieken, koenen se elkoar amper mear sjen. De wyn treau har de hele tiid nei it suden, nei de stikeltrieden. Al gau heakke Constance mei har nije bûntjaske yn it stikeltrie en skuorde dat wat. Har mem soe dêr lilke om wurde. Free liet har allegear hohâlde en yn in rûntsje stean. Se stieken de hollen bijelkoar.

‘We moatte wat útfine,’ sei er.

‘Ja, dat leau ik ek,’ sei Larry.

‘Hee, Constance, jou mij dyn jasriem.’ Constance makke mei lijen mei har wanten oan de learen riem los. Free holp har dêrbij. De jachtsjende snie raande op har reade wangen. Free makke syn lange grize sjaal los en knope dy oan de riem. Dat wie in tou fan sa’n acht foet lang.

‘Harkje even goed, jonges.’ Om himsels boppe de wyn út fersteanber te meitsjen moast Free raze. ‘Ik hâld it foarste stik beet en rin foarop. De oaren pakke dit goed beet en rinne mij achternei.’

‘Goed.’

‘Larry, do bist de lêste wagon en soargest derfoar dat gjinien loslit. As dat wol sa is, moatst raze en in ruk oan it tou jaan.’ Larry knikte. It wie tinken.

‘Constance, do rinst achter mij. En Everett, do wer achter har.’

Constance sei: ‘Mar befriesto dan net, sa sûnder dyn sjaal?’

‘Nee, ik bin de lieder. Goed dan, nei hûs ta.’

Se setten útein. Free koe elk pôltsje en bulstje leechlânsgers yn it lân fan Walker. Foaroerhingjend, yn de wyn op ramend, en de breiden mûtse goed oer de earen lutsen, gong er har yn de rige foar nei de oerstap.

‘No,’ sei er, ‘hjir feilich oerhinne en dan ha we oan de mole ta yn it lân bij ús skuurde foar de wyn.’ Hij klom der heal oerhinne, en holp har der mei de hân bij op, earst Constance, dan Everett en as lêste Larry.

‘Goed, en no de rêdingsline wer beetpakke, jonges.’ Free gong har foar de beek oer en hold de rige pôlen oan de rjochterkant yn it each. Pôlen betsjutten altyd dat se net fier fan de beek ôf wienen en de beek betsjutte dat se úteinlik bij har wynmole útkomme soenen.

Soms wie de stoarm sa fûl dat er har jassen oer har holle opwaaide, foaral as se wat foaroerbûgden. Sûnder har riem wie dat it slimst foar Constance. As it koe loek Everett hieltyd har jas wer nei ûnderen. Se rûnen achterelkoar oan lâns de kronkeljende rin fan de beek. It waard tsjusterder. Free begûn him ôf te freegjen wannear’t no einliks dy mole yn it lân komme soe. Soenen se dy mist ha yn de stowende snie?

Constance begûn te gûlen. ‘We binne ferdwaald.’

‘Salangst mij sjen kinst net.’

Dêrnei begûn Everett te gûlen. Free snaude oer syn skouder: ‘Kop ticht en folgje de lieder.’

‘Myn poepert is beferzen en ik kin net mear rinne.’

‘O, ferhip do, hast dyn broek wer wiet makke?’

‘Dat komt fan de wyn ûnder myn jas.’

Larry, dy’t achteroan rûn, pleage Everett. ‘Do soest myn achterste ris fiele moatte. Dêr komt de wyn it earst tsjinoan.’

Se moasten raze om elkoar te ferstean. Har klean kamen sa stiif ûnder de stowende snie te sitten dat se fan elkoar allinne noch mar har reade gesichten sjen koenen. Doe seach Free yn it sniewarreljende healtsjuster ergens de kontoeren fan. Dat moast wol de mole yn it lân wêze.

Mar it beweegde. En skommele hinne en wer. En kaam op har ta. ‘Heit!’ raasde Free, ynienen o sa gelokkich. ‘It is heit.’

‘Jawis,’ lake Alfred nei har, ‘en godtank binne jimme it ek.’ Hij wie helendal ynpakt yn syn lange skieppefeller jas en swarte súdwester en lange mei lammefel fuorre wanten. ‘Hee, wat is dat tusken jimme?’

‘Dat is ús rêdingsline,’ sei Free.

‘Allemachtich, wa hat dat betocht?’

‘Free,’ sei Constance. Sij wie ek bliid om Alfred te sjen.

‘Geweldich idee, jonge.’ Alfred skodholle doe’t er neitocht oer dat poerbêste idee. Doe pakte er de rêdingsline beet en brocht er har nei de reed, de skuorre foarbij en it maishok, en lang om let feilich nei de waarme smûke keuken dêr’t Ada yn de oven bôle oan it bakken wie. O, dy bôle roek nei de himel!

Ada wie sa bliid om har te sjen dat se har allegear in tút op har reade wangen joech. Constance en Larry woenen earst dy tút ôffeie, mar besleaten op it lêste momint dat se Ada wol lije mochten. Ada belle Bowman en Grey op om har witte te litten dat de bern allegear feilich oankommen wienen. Doe brocht Alfred Constance thús.

Dy nacht sliepte Larry bij Free yn itselde bêd. Everett wie bij Albert ynlutsen. Elke kear as Free wekker waard, hearde er de wyn yn de beammantel gûlen. En as er dan wer yn ’e sliep foel, wie it nuver, mar dan droomde er net fan stowende snie, mar fan reade parfum dy’t út in pôltsje wylde roazen wyndere.

Free ❁ 28

Ada wie net sa bliid mei it soarte ûnderwiis dat har bern krigen. In iepenbiere skoalle wie net in kristlike skoalle en se woe minlike graach

dat se tichter bij de stêd wennen, sadat har bern nei in skoalle mei de Bibel gean koenen. Op in sneontemoarn rieden Kasper Gore en de frou it hiem op. Dy besite wie in grutte ferrassing. Safolle omgong hienen Alfred en Ada noait mei har hân. Sij sieten altyd healwei it middenstik fan de tsjerke en kamen altyd betiid, wylst Gore en syn frou foaroan sieten, deun bij de súddoar, en altyd pas kamen as de dominy al de preekstoel oprûn. It wie krekt kofjetiid. Ada noege Gore en de frou fansels yn 'e hûs.

Kasper Gore wie mar in behindich mantsje. Hij hie, krekt as in streept stjonkbeest, midden op 'e holle in keal paadsje. Syn brune eachjes rôlen en gluorken altyd alle kanten út en der rûn tabaksflibe út beide hoeken fan syn suterich bekje. Syn frou, Maude Gore, wie op syn minst twa kear sa foars, en rûn mei de skonken wiidút, as in wrakselkampioen. Alfred glimke mar wat nei Kasper, mar hie it net sa stean op dy Maude.

Ada sei tsjin de bern, dy't de besite oan stienen te gapjen: 'No bern, ûnder de beammen mei jimme. Hjir hoege jim net bij te wêzen.'

'Mar mem,' sei Free, 'it friest noch bûten.'

'O ja, dat fergeat ik eventsjes. No, nei boppen dan. Boartsje mar skoaltsje yn de foarriekeamer.'

'Mar mem -'

'Hjir is in rezinekoekje foar elk fan jimme. No fuort. We kinne jim hjir even net brûke.'

Se gongen alle trije nei boppen. Free miste it earste stik fan wêr't oer praat waard, mar sagau't er syn koekje ophie, kroep er healwei de trep oant er hearre koe wat de folwoeksenen yn de wenkeamer bepraten. Der klonk gerattel fan kop-en-pantsjes, en doe skrake Maude de kiel. 'Kasper?'

Kasper skode de stoel in stikje nei foaren. 'Ja, hm, eh ... Alfred. Ik ha heard datst ferhúzje woest.'

'Wat?' sei Alfred. 'Dat is nijs foar mij. We ha 't hjir skoan nei 't sin.'

'Sa ha wij it net heard, no Maude?'

De skommelstoel ûnder Maude kreakte. 'Dat is frjemd. We ha heard dat jim heel graach ferhúzje woenen nei in plak tichter bij de kristlike skoalle yn Bonnie. Dat jim bern dêr godstsjinstûnderwiis krije koenen.'

'Dat is wier,' sei Ada. 'Mar dat wie mar in winsk fan mij. Want ús lânhearre hat goed foar ús west.'

'Mar as jimme in plak tichter bij de stêd krije koenen, dan ferhuzen jim dêrhinne, no?'

'Ja, dat tink ik wol. Mar ik ha dominy al frege oft er ien wist en dy sei fan nee.'

'O,' sei Maude, 'dêr ha we it dan fan heard,' --

Ada sei: 'Mar ik begryp noch net wat dit te krijen hat mei -'

'Kasper en ik,' foel Maude har yn de rede, en se loek de skommelstoel wat nei foaren, 'ha der wat oer sitten te tinken dat we graach nei Kalifornië ferhúzje woenen. Sjo' jim, ús hele famylje is dêrhinne ferhuze en we begjinne ús hjir wat isoleard te fielen. Dat, no, om in lang ferhaal koart te meitsjen, we tochten dat jim miskien ús plak oernimme koenen. Wij hiere ek, witt' jim.'

Alfred sei: 'Jess, dyn broer, is hjir noch.'

'Ja, dat is sa,' sei Kasper, 'mar hij is ek fan doel te ferhúzjen sa gau't er troud is. Mei dat fanke fan Buwulf.'

Free syn eagen skitteren yn it tsjuster doe't er dat hearde. As dy lju fan Gore nei Kalifornië woenen, wêrom gongen se dan net gewoan fuort?

Alfred sei: 'Wenje jim net op dy pleats fan Hamilton, sa'n trije en in heale myl oastlik fan de stêd?'

'Ja.'

'Myn suster Karen is grutbrocht troch de Hamiltons.'

'O ja?'

'Dy âldelju binne no grif al wei?'

'Ja, Horace hat foar de trije erfgenamten it behear oer de neilittenskip fan de Hamiltons. Foar Joyce, Sylvester, en himsels.'

'Ja, kloppet. Dy Horace is advokaat wurden. Ik koe him doe it bêste,' sei Alfred.

'O ja? Hij wennet no yn Cedar Rapids, witt' je.'

'Dat ha ik ek heard.'

'No Alfred, as dy Horace advokaat is, dan sil it net maklik foar ús wêze om dy pachtoerienkomst samar op te sizzen.'

'Dat tink ik ek,' sei Alfred. 'Mar hoe komme ús bern op skoalle út jim hûs wei, dy trije en in heale myl?'

Maude sei: 'Sa fier is it no ek wer net dat jim bern dêr net mei in hynder hinne ride kinne.'

'Dan moatte we fansels wol in hynder keapje,' sei Alfred.

Ada skrabe de kiel. 'Us Free sa jong mei in hynder nei skoalle ta ride, Alfred?'

'O, dy kin wol in hynder menne,' sei Alfred. 'Hij kin goed mei beesten omgean. Dêr sit ik net oer yn.'

'Mar dat is in hele ferantwurdlikheid, Alfred.'

'Dat wie it ek doe't er Albert sa fluch rêde fan dy gekwurden sûgen dy kear.' Ada sei neat mear.

Maude sei: 'It liket dus dat er wol mei in hynder omgean kin.' Ada sei noch altyd neat.

'No dan,' sei Maude, 'sa't Kasper seit, it wurdt dreech om dy pacht

op te sizzen. Foaral omdat we krekt in nijen tekene hawwe. Dat wurdt frijwat lestich.'

'O.'

'Mar, as we ien krije kinne om dy pacht oer te nimmen, en ús wat te beteljen foar it ferlitten fan it spul, foar al ús wurk dêre, no - dan miskien ...'

'Watfoar jild soenen jim ferwachtsje foar jim wurk?' frege Alfred.

'Kasper?' sei Maude.

Dy skode de stoel noch in eintsje nei foaren. 'No, it is eigenlik net in goed ding om in pachtkontrakt te ferbrekken, Alfred.'

'Wat soe jim wurk dêr wurdich wêze?'

'Fiifhûndert dollar.'

'Fiifhûndert dollar?' sei Alfred. 'Is 't net wurdich.'

Free tocht yn it tsjuster: 'Dy goeie heit. Dy is ferstandiger. Want ik wol net bij Larry Grey en skoalle nûmer 4 wei.'

De skommelstoel ûnder Maude kreake in pear kear. 'No, tink der mar even oer nei. Dat kin gjin kwea.'

Ada sei: 'Dat leau ik ek.'

'No ja, we tochten dat wij jim op syn minst even witte litte moasten dat jim in kâns hawwe om tichter bij de stêd te wenjen.' Maude gong oerein. 'No, Kasper, ik tink dat we mar wer opstappe moatte.'

Ada gong ek oerein. 'Aardich fan jim om it ús te sizzen.'

Alfred gong ek stean. 'Sis, dêr sjit mij te binnen dat ik hjir hast alle hjerstploegjen al dien ha. Hoefolle ha jim dêr bij jim al dien?'

Kasper antwurde net direkt. Doe't er dat die, prate er stadich, as tocht er nei oer hoe't Maude dy fraach beäntwurdzje soe. 'No, Alfred, eh ... de lêste pear jier haw ik al myn ploegjen yn de maityd dien.'

'O. Krije jim it dan net o sa drok? Iksels ha dan yn de maityd tiid oer, ik dongje, en ik rêd it hiem op.'

'No, ik ha twa jonges om mij te helpen. Hib en Hankie binne fjirtjin en tolf, witste.'

'O, jawis.' Alfred roste oer syn burd, lûd. 'No, as wij al ferhúzje, dan moat ik besykje om de nije hierder betelje te litten foar de tiid dy't myn ploegjen hjir koste hat. Oars bin ik dat wurk kwyt.'

Kasper sei: 'O ja, ik nim oan dat jim jim kontrakt foar it kommend jier hjir al tekene hawwe?'

'Kasper,' sei Maude.

'Jaja, goed,' sei Kasper.

'Nee, noch net,' sei Alfred. 'Mar ferline hjerst ha de lânhearre en ik bij hânslach ôfpraat dat we it fan 't maityd ferlingje sille. Ik ferwachtsje dat Haines no elke dei mei it nije kontrakt delkomme kin.'

‘O, goed, dan sitte jim goed,’ sei Kasper. ‘In hânslach is wetlik net binend.’

‘Mar bij ús wol,’ sei Ada.

‘Goed, tink der marris oer nei,’ sei Maude. ‘En lit it ús dan witte. Miskien kin dat in kear yn tsjerke.’

‘Dat komt klear,’ sei Ada. ‘Wij beprate it mei de Heare yn gebed en sjogge dan wol wat Er seit.’

‘Goed.’

Free sloep wer nei boppen foardat syn heit en mem him dêr betraapje koenen. Wat dy fan doel wienen, wie ferskriklik. Hij koe net bij Larry Grey wei, de bêste maat dy’t er op de hele wrâld hie. En wa soe dan mei Constance Bowman nei skoalle ta rinne? Hij gong bij it súdrút yn de opslachkeamer op in kistke sitten. Hij seach nei de keale beammen yn de beammantel en nei de keale heuvel fierderop yn it weidlân fan Horsberg. Oer trije moanne soenen de appelbeammen wer wolken fan bloesem wêze en soe de heuvel wer wyt wêze fan krekt iepengongen maitydsblommen. O heden. It rûge hout fan it skeane dak boppe him roek nei in lege sâlttûne.

In pear dagen letter gongen Alfred en Ada nei de pleats fan Hamilton om dy te besjen. Doe’t se de jûns weromkamen, wist Free it slimste. Der waard ûnder iten net folle sein. Alfred siet fûl ergens oer nei te tinken en Ada seach as wie se yn petear mei God.

Om acht oere hinne sei Alfred: ‘No, soan, is it net tiid datsto no ek op bêd giest?’ Everett en Albert wienen al lang nei boppen gien.

‘Ik hoech om mij noait wer op bêd.’

‘Ik wit it, jonge. Mar betink dit, we dogge dit foar jim, út goederbêstens. Dat jimme nei in goede kristlike skoalle kinne.’

‘Mar ik wol net nei in goede kristlike skoalle as dat betsjut dat ik net mear mei Larry Grey boartsje kin.’

‘Do fynst op dat nije plak gau genôch nije maten.’

‘Mar ik mei dy ligerige kristlike bern yn Bonnie net lije.’

Ada waard dêr kjel fan. ‘Free toch.’

‘Nee, echt net. Dy bern op skoalle 4 binne heel wat better as dy bern dy’t ik op de kristlike skoalle sjoch.’

‘Meist dyn neven Johnny en Bert net lije? En Johnny Westing? Do giest dan nei deselde skoalle.’

Free tocht dat dy miskien wol aardich wienen, mar hij hie Larry Grey leaver. ‘Trouwens, moat heit dan net wer in nij gat foar it húske grave? Sa’t heit altyd docht as we ferhúzje?’

Alfred lake. ‘Ja, dat moat ik seker. It gat dat sij brûkt hawwe hoecht dy grouwe merje fan in Maude Gore noch mar ien of twa kear op te sitten, en dan is it fol.’

Ada suchte. ‘Ja, en jim mem sil wer it hele hûs himmelje en behingje en fervje moatte. Dat, dêr hast in punt.’

Free seach syn heit rjocht oan. ‘Wannear komt ús skip oait de haven yn? Sadat wij ús eigen pleats ha kinne? Lykas de Bowmannen, dy’t noait ferhúzje hoege?’ Der kaam in tryste blik yn syn heit syn eagen, en syn mem seach as soe se wer mei God yn petear gean.

Free dronk in sleef reinwetter en gong doe nei de trepsdoar. Ada gong oerein en sloech de earms om him hinne. Se tute him yn de hals. ‘Alles komt goed, jonge. We wolle datst opgroeist as in goede kristlike jonge.’

Free liet dat gewurde. Meastal hie er der in hekel oan as froulju besochten om him dwaan te litten wat sij woenen troch him te bepopkjen. Mar Ada hie oprjochte triennen yn har eagen.

‘Boppedat,’ sei Alfred, ‘betink ris, jonge - do rydst aanst alle dagen mei in hynder nei skoalle. Net elke jonge krijt dy kâns. Dyn eigen hynder, jonge.’

‘Ik ha Larry Grey leaver, heit.’

Free ❁ 29

Ada har neef Garrett kaam om har te helpen, op syn favorite hynder, Lady. Lady wie in libbene kastanjebrune telgonger, mar Garrett hie har der ek op ôfrjochte om in goede koweponny te wêzen. Hij hie oan syn brún sadel in himpen lasso hingjen. Doe’t Garrett it fee de dyk lâns en nei de nije pleats ta dreau, seach er der presys út as in held yn in westerntydskrift.

Sa gau’t de lêste wein it hiem ferliet, helle Alfred de nije Buick en lade er de boarden yn, de foarken en messen, en de yn glês ynliste foto’s, alles op de achterbank. Ada en de bern moasten nêst Alfred op de foarbank. Ada siet sa bedobbe ûnder bern, dat se op in memmekat like dy’t har famylje nei in nij plak ferhuze, ien katsje yn ’e bek en de oaren oan har titten hingjend.

Alfred ried stadich om de boarden achtern net stjitte te litten. Hij naam de grutte King of Trailsdyk nei Bonnie, en bij it tsjerkepleintsje de dyk nei it oasten de stêd út. Se stieken de Little Rock oer, ticht bij it plak dêr’t grutte John Engleking oan de hik stoarn wie. Se rieden de pleats foarbij fan Arlo Barth en rôlen lang om let it hiem op fan har nije hûs.

De pleats hie in goede beammantel oan de west- en noardkant, wylgen oan de bûtenkant en esken oan de binnenkant. Der stienen fjouwer appelbeammen. It hûs wie noch noait ferve en seach der

ferskriklik út. De masineskuorre hie in ynsakke naal. De skuorre wie wol âld, mar siet noch it bêst yn de ferve. De hele pleats hie mar twa goede gebouwen, it maishok en it bargehok, mar dy wienen ek, lykas it wenhûs, noait ferve.

Der stie oeral troep. De famylje Gore wie fansels noch net helendal klear mei ferhúzjen, en it spul fan de Alfredsons dat krekt op it hiem brocht wie, wie noch net teplak set, mar it wie maklik te sjen dat de Gores altyd in rommelich hiem hân hienen. Der stienen fjouwer grutte dongbulten op it achterhiem, de fuorbakken seagen derút as wienen se de hele winter net skjinmakke, it hinnehok lei fol deade hinnen, en oeral leinen blikjes en brutsen foarkestâlen. It hûs wie noch it slimste; sawol smoarch as skurf. Free seach dat allegear en stoarre syn âlden ferbjustere oan. Wie it sá belangryk dat er nei in kristlike skoalle gong?

‘Ja jonge,’ sei syn heit, dy’t him stoarjen seach, ‘as de godstsjinst jim mem yn ’e macht hat, dan moat it hynder har kant út.’

De twa jonges fan Gore, Hib en Hankie, dangelen wat om doe’t it spul fan de Alfredsons útladen waard. Se moasten hieltyd bij harsels laitsje om it nuvere meubilêr dat dy hienen. Har heit rôp har ferskeidene kearen om te helpen bij it fersjouwen fan har eigen dingen, mar dat woenen se net. Hib wie dik, krekt as syn mem, en hie it suterige bekje fan syn heit. Hankie wie meager en lake de hele tiid as in protteljend motorke. Beide droegen se de overal oer har trui mei de sydknopen los.

Al gau begûnen Hib en Hankie Free te pleagjen om syn grutte fuotten en syn twa hierboarstels. Free wist earst net hoe dêrmei om te gean. As dy jonges modelfoarbylden wienen fan de Lytse Tsjerkelju, no dan gong er dêr leaver bij wei as er grut wie, om yn pleats dêrfan nei de tsjerke fan Larry Grey te gean yn Rock Falls. Everett en Albert wienen wizer. Dy begûnen yn de heechste beammen te klimmen bij de pleats.

Hib seach wat yn in kiste dy’t syn mem Maude út ’e hûs droech. ‘Hee mem, wacht even.’ Hij loek der in wynbuks út. ‘Jou mij dat ding.’
‘Weromlizzze do.’

‘Nee.’

‘Wat? Kasper, sis dy jonge om dat gewear werom te lizzen.’ Kasper Gore klaude syn blauwe pet in pear kear hinne en wer en ferskode syn promke nei it oare wang.

‘Harkje nei jim mem, Hib.’

‘Nee.’

Free wie ferbjustere. Jonge noch ta, as hij oait sa’n grutte bek hân hie, dan hie er in goed wan bruïen krigen.

Hib gong Free foar nei de masineskuorre. Hij hold syn blinkende nikkelen wynbuks fêst as wie er in tûke jager. ‘Soest in kear sjitte wolle? It is in echte wynbuks.’ Free sei neat. Hij pakte de buks beet.

‘Do moatst mei de hendel pompe om de kûgel yn de loop te krijen,’ sei Hib. ‘En ast de hendel nei ûnderen hingje litst ast oan de trekker lûkst, dan sjit er fierder.’ Free pompte mei de hendel en liet dy hingje. Hankie die de hân foar de mûle om syn laitsjen te ferbergjen. It wie krekt as fûn er Free de stomste kloatsek dy’t er oait sjoen hie. Free joech de wynbuks oan him werom.

‘Ik hoech net.’

‘Toe dan. Do wolst toch wol sjitte, of net soms?’

‘Nee,’ sei Free.

‘Och, toe no ju, it docht net sear. En Hankie, hâld dij de toet.’ Mei tsjinsin pakte Free de buks wer oan.

‘Sjit ris op dat blikje dêr.’ Free rjochte en loek oan de trekker. Der klonk in lûd hoastjen út de wynbuks, it blikje tikke dêr’t it kûgeltsje it rekke hie, en de hendel sprong omheech en sloech tsjin syn middelfinger.

‘Hast dij sear dien?’ frege Hib.

Dy smearlappen hienen him foar aap setten. ‘Dat wie in gemene rotstreek!’ Hij soalde de buks oer de grûn en ferhipe it om nei syn finger te sjen, al fiede er dêr bloed bij delrinnen.

‘O, dat do bist no ek noch in soertoet behalve datst in seare finger hast, hnh?’ Free woe Hib earst in reis ferkeapje, mar besleat úteinlik dat er neat mear te krijen ha woe mei dy jonges fan Gore. Se wienen noch slimmer as dy jonges fan Horsberg.

Hij slintere nei de beammantel om te sjen wêr’t Everett en Albert wienen. Dy mantel bleik noch in gruttere troep te wêzen as it hiem. Oeral lei fuortsmitten rommel. It like wol de hel mei de doar iepen. Free kaam oan de oare kant út, oan de westkant. Foar him lei in legerlizzend fjild mei luzernegers. Troch in greide dêrachter kronkele in droege beek. En dy rûn nei it noarden nei de Little Rock Rivier. Aha. In rivier. En net mear as in heale myl dêrwei. Dat fergoede in heel soad. Swimme. Ride.

Boppe him hearde er stimmen. Omheechsjend seach er Albert yn de smelle krún fan in waaibeam. Dy wie folle heger as de wylgen en de esken deromhinne. Everett wie op healwei opholden. Dy Albert. Dy waard Everett de baas.

Albert seach Free en rôp nei ûnderen. ‘Hee, Free, soest myn útsicht hjir ris sjen moatte. Ik kin helendal oan de wettertoer yn Bonnie ta sjen. En oeral steane pleatsen, oan beide kanten fan de rivier. Allemachtich, do kinst hjir heel fier sjen.’

Nei it westen sjend telde Free santjin pleatsen tusken har nije hege heuvel en de stêd. As dy allegear trije bern hienen, dan wienen der grif in soad bern om mei te boartsjen yn dit part fan it lân.

‘Jonges?’ Dat wie mem dy’t út it nije hûs wei rôp. Dat betsjutte dat se it ien of oare middeisiten foar har hie. Albert begûn fuort nei ûnderen te

klimmen. Dy woe altyd wol ite, watfoar tiid fan de dei dat it ek mar wie.

Doe't se mei har trijen bij de stoepe oan de foarkant kamen, wienen de Gores fuort. Moai sa. Free hope dy noait wer te sjen. Se staptten de oerdutsen stoepe yn. It keale semint stonk nei soere molke. Free koe sjen wêr't de rjemmeskieder fan Gore fêstskroeve stien hie bij de keldersdoar. De houten wanden seagen derút as wienen se rikke, sa donker. Der siet oeral miggestront op. Har mem soe der in soad fervjen oan hawwe om der in gesellige yngong fan te meitsjen.

De keuken roek better. Har mem hie yn har eigen kachel in maiskolvefjoer oanstutsen. Se wie op it kabinet oan it bôlesnijen. Heit en Garrett wienen noch dingen oan it ferskown yn in keamer fierderop, en stjitten tsjin muorren en flokten wat, wêrbij't Garrett soms laitsje moast.

'We ha it hjoed net oan tiid om sitten te gean, bern,' sei Ada. 'Dat jim kinne better ... hee, wat is der mei dyn hân?' Free seach nei de sneed yn syn finger. Der siet in laachje sturre bloed op de punt. Wylst er dêr nei seach, begûn it wer sear te dwaan. Dy ferhipte jonges fan Gore. Hij besleat om it syn mem net te fertellen. Syn heit en mem hienen al drokte genôch. 'Ik bin seker oan in stikeltried heakjen bleaun.'

'We binne noch mar krekt ferhuze en no hast al in ûngemakje hân.' Ada stiek de hân yn in noch net útpakte doaze. 'Hjir, doch der wat peroxide op. Letter skuor ik wol in lapke los foar in ferbân.'

Albert beseach de hele boel ris. 'Yn it oare hûs wie de keuken oan dy kant.'

'Ja, dit hûs leit op it oasten en it westen, mei it erkerrút op it suden. Dat hâldt yn dat it hûs dêrtroch folle sinniger is.'

'Mar alles is sa skurf, mem.'

'Ja, jonge, jim mem moat werris it eigendom fan in lânhearre opknappe.'

Free sei: 'Ik woe dat we net de hele tiid ferhúzje moasten.'

'Hoecht ek net, jonge,' sei syn heit, dy't út de wenkeamer kaam. 'We freegje de lânhearre oft we dit plak net keapje kinne.'

'Dat soe net ferkeard wêze,' sei Garrett, dy't achter Alfred oan kaam en op in stoel bij it rút op it noarden delstreek. Mei syn fingers kjimde er syn sinnige steile tûfe hier achteroer. Hij lake graach. 'It lân is goed. En dizze gebouwen binne feitlik ynoarder. Se hawwe allinne ferlet fan in kwastke ferve, dat is alles.'

'Dat is myn betinken ek.' Alfred pakte syn brochje. 'Of oars soe ik hjir net hinne ferhuze wêze, sels al wie de ingel Gabriël de haadmaster fan ús tsjerkeskoalle.'

Garrett moast laitsje. 'Us tsjintwurdige haadmaster, Harold Holly, is net echt in Gabriël. Dêrfoar mei er te graach de jonges in reis ferkeapje.'

Ada sei: ‘As we no toch oan it rabjen binne, lit ús dan op syn minst sjen oft we wat goeds sizze kinne oer Holly.’

Alfred sei: ‘Free, fandelje do mei dyn beide broers in folle kiste kolven bijelkoar bij it bargehok.’

‘Dy barga fan Gore?’ rôp Free.

‘Ja jonge,’ sei Alfred, besykjend freonlik te klinken, ‘soks moat ek dien wurde.’

Neidat de jonges de kolven fandele hienen, gongen se te sjen hoe’t de skuorre der útseach. De kowestilen foar de melke kij stienen oan de westkant en de grophe dêrachter stie fol stront. De rippen foar de weidkij wienen oan de oastkant en dêrachter stie de dong hast in meter heech. In ôflegering mei stâlen foar de hynders stie oan de noardkant en dêr stie de dong sa heech dat de achtereinen fan de hynders boppe de earen útkamen. Jonge, as kompensaasje foar al dy dong moast dy kristlike skoalle yn de stêd wol heel goed wêze.

Der lei gjin hea op de heasolder, allinne stof en ûnbetroubere solderplanken. De heatakel wie bij de heasoldersdoar út de rail flein en hong derbij as in autowrak oan de râne fan in brêge. Der wie gjin helmdak en gjin down. Mar mûzen? Der wienen sa’n soad, dat har sturten lâns de twa grutste dwersbalken in franje foarmen. Alfred hie de keallen nei de nachtiester brocht. Nei de lange tocht út de âlde pleats wienen se oerdwealsk en stjitterich, se batsten tsjin de frjemde stekken oan, drafken om de fjouwer grutte waaibeammen hinne, en stampten oer it algemien gewoan oerémis hinne en wer. De nije Shorthornbolle wist net wat er mei syn keallen en har healwize keunsten oan moast. Hij stie bij de grutste waaibeam en liet de kop, dêr’t wat sjerperige flibe út rûn, hingje.

Mei safolle troep en oeral smoargens hienen de hinnen it noch it bêst. Se fleagen en draafden yn it rûn, net wittend wêr’t se it earst nei pikke moasten. Der leinen griemde nôtkerrels op de middenreed fan de nôtskuorre. Der lei griemd peld mais op de grûn oan de westkant fan it maishok. En yn alle kowekeuken en hynstekoeken sieten wol opswolde maiskerrels, as wienen it rezinekoekjes. Iderien wie hastich en die syn wurk, sels al stienen de dingen en de beesten op it ferkearde plak. Guon fan de hinnen wisten net wêr’t se de aaien lizze moasten. Free fûn in pear nêsten mei bedoarne aaien fan de hinnen fan Gore. Dy jonges fan Gore wienen net allinne smoarge kringen, it wienen ek aaifandeler fan neat. De keallen wienen net wis oft se wol dreagemolke mochten. Se loeken hieltyd mei in ruk de kop út de amer en seagen dan om har hinne, soms sa fûl dat se molke oer Free syn skuon barga. It jûnsiten wie in spultsje fan neat dy jûns. ‘Jim moatte mij dat ditkear mar ferjaan,’ sei Ada.

‘As it iten de mage mar follet,’ sei Alfred út syn nij hoekje wei, bij it súdrút. ‘Dat is it iennige dat wij freegje.’

Garrett iet sa netsjes as in dominy. ‘Ada, dyn minste miel is noch better as dikke Ett har bêste.’ Syn toskien wienen sichtber doe’t er om syn skoansuster Etta lake. ‘Gjin wûnder dat dy twa sa grou as barga binne, as se trije kear deis dat healgeare fette fleis ite.’ Garrett stie himsels ta noch in kear te laitsjen. ‘Dy twa binne sa dik, ik kin it mij net begripe hoe’t it har slagget om bern te meitsjen.’

‘Net oan tinke,’ sei Ada. ‘Dat is te ûnhuer om oan te tinken. En alle potsjes ...’

Garrett knikte. Hij wie wol sa snode om sels net even flechtich nei de bern te sjen. Doe’t se it iten ophienen, frege Ada oan Free om de Bibel te pakken. Yn it oranje lampeljocht glom de âlde swarte learen Bibel in bytsje fan alle kearen dat er beetpakt wie. In glimkjen loek oer it gesicht fan Ada. ‘Alfred, ik ha sitten te tinken, no’t we nei in nij plak ferhuze binne, soenen wij ek op in oar gebiet in nij begjin meitsje moatte. Do wistst dat ik altyd leaud ha dat de man fan de húshâlding foargean moat yn de godstsjinstoefeningen fan it gesin. No, Alfred, do giest ús al foar bij it gebed. Ik stel no foar dat ús âldste soan, dy’t neffens syn juffrouwen op skoalle in poerbêste lêzer is, út de Bibel lêst bij ús godstsjinstoefeningen.’

Alfred syn eagen ljochten even op. Albert en Everett seagen Free oergeunstich oan.

‘No, Alfred?’ sei Ada.

Alfred keas in toskepluzer út it doaske. Hij gong dêrmei bij de toskien lâns as ien dy’t tûch út in fingerbalke fan in meanmasine pluzet. ‘Mmm. Dat de man fan de húshâlding bij sokke oangelegenheden it foartou nimt, dêr bin ik it mei iens.’

‘It past in frou net om oan tafel te lêzen, wistste.’

‘As dat bern it dêrfan mar net heech yn ’e kop krijt.’

It wie te fernimmen dat Garrett ek tocht dat it Free nei de holle stige koe. ‘Do kinst noch altyd in stielen klam om Free syn holle lizze, Alf.’

‘It lêzen fan Gods wurd soe gjinien hofearnich meitsje moatte,’ sei Ada. ‘Krekt oarsom, dat soe him needriger meitsje moatte.’

‘Goed dan,’ sei Alfred. ‘We dogge it.’

‘Moai,’ sei Ada. Se iepene de Bibel en stiek de bledwizer bij it earste haadstik fan Genesis. ‘En ik stel ek foar dat we bij it begjin begjinne. Op dy manier krijt er, troch it lêzen fan de hele Bibel fan haadstik ien ôf, in deeglike kennis fan Gods Wurd.’ Se lange Free it iepensleine boek oer. Free siet te triljen. Noch mar njoggen jier en no al de Bibel foarlêze as in heit?

‘Lêze, jonge.’

‘Yn it begjin hat God de ierde en de himel skepen.’ Free lies stadich en ôfmetten. Yn it hele haadstik stroffele er mar trije kear, ienris oer it wurd ‘oerfloedich’, ienris oer ‘tsjinstber,’ en ienris oer ‘sieddragend gewaaks.’ Syn mem holp him. Hij fernaam dat iderien, syn heit, Garrett, syn mem, syn broerkes, wylst se mei har toskepluzers dwaande wienen, tige krekt taharken om te sjen hoe’t er it dwaan soe.

Hij lies de lêste alinea mei swier: ‘Doe seach God alles dat Er makke hie, en sjoch: it wie tige goed. Sa waard it jûn en moarn: de sechde dei.’ Mei himsels ynnommen, besleat Free om te dwaan sa’t syn mem ek altyd die, as se it lêzen dien hie. Hij seach Everett en Albert strak oan. ‘En wa kin mij sizze wat it lêste wurd wie?’

‘Dei,’ sei Everett daalk. Foar ienkear hie er goed harke. Ada bearde as wist se net oft se no laitsje moast of lik wurde. Alfred seach Ada oan.

‘No, wat sei ’k dij?’

‘Och,’ sei Ada, ‘ik leau net dat Free dêr kwea mei yn ’t sin hie.’ Doe hold se de holle wat skean. ‘Mar ik fyn, Free, dat wijsels, jim heit of ik, teminsten noch in skoftke freegje moatte nei it lêste wurd.’

Free stiek de blauwe siden bledwizer teplak en sleat it goede boek. ‘Goed, mem.’

‘Moai sa,’ sei Alfred. En, de eagen tichtdwaand, die er de hannen gear foar syn gesicht en spriek er it tankgebed út.

Free hie der sa’n goed gefoel oer dat er it twadde haad fan it hûs wie dat er, fuort neidat Alfred ‘Amen’ sein hie, syn eigen gebedsje ôffraffe. ‘Hearesegenaamm.’ Everett en Albert bouden him nei: ‘Hearesegenaamm.’

Alfred die de eagen iepen. ‘Hee jimme. Dat dogge we noch in kear. Miskien kin de Leave Heare jim ferstean, mar iksels echt net. Jim allegear, doch dat gebed oer.’

‘Ja,’ sei Ada, ‘wij moatte altyd earbiedich wêze as we ta Him bidde. Praat dúdlik en mei passende earbied.’

Free krige in kleur. Mar hij die de hannen gear en sleat de eagen wer. ‘Heare, segenje dizze spiis. Amen.’ Everett en Albert dienen it ek noch in kear.

‘Dat wie folle better.’

Nei in skoftke socht Free foar himsels ek in toskepluzer út en pjukte mei it tsjokste ein tusken syn tosk. Fleis kaam altyd tusken syn stiif tsjininoar steande tosk te sitten en hij moast foarsichtich wêze mei hoe’t er dat der tuskenút pluze, want oars briek de pluzer ôf en in stikje dêrfan tusken de tosk bleau dêr dan sitten. Dan soe it noch minder fiele. Hij hie lykwols noait problemen mei syn twa foarste boppeste snijtosken. Der siet in lyts gatsje tusken dy twa, hast grut genôch om

troch te fluitsjen, mei wat romte oan beide kanten dêrfan. Dat hie er fan syn mem. Dy koe in lûsjefersprikje tusken har twa foarste toskten stekke.

Free ❁ 30

De moarns dêrnei stjoerde Ada Free en Everett nei de Garfield skoalle, nûmer 2, in heale myl nei it oasten. Dêr soenen se hinne gean moatte oant har heit in feilich hynder foar har fûn. Garrett gong dy moarns ek fuort. Hij belofde Alfred dat er foar de bern achter op in buggy in kape timmerje soe. Yn in kape koenen se bij elk soarte waar nei skoalle gean.

Der sieten mar tsien bern op de skoalle fan Garfield. De measten kamen út de famylje fan Albert Moss. Moss bebuorke trije perselen fan tachtich acres oastlik fan har. De âldste fan Moss, Minnie, wie as in mem foar de oaren, en focht foar har as de bern fan DeGreate har narren. Rosie, de jongste Moss, wie in skatsje. Minnie makke altyd in poppe fan Rosie. Se befrissele har hier ta prachtige gouden flechten en knope har linten yn grutte platte strikken. Minnie treau har altyd yn de earms fan it jonkje fan Goff, Sylvester. Sylvester wie ek in bepopke skepseltsje dat omrûn mei syn folle lippen yn in tute. Minnie liet Sylvester en Rosie gauris de earms om elkoar hinne slaan en elkoar dan in tút jaan. Minnie rôp dan: 'Is it net in alderaardichst spantsje? Twa skatsjes. Dy trouwe nochris in kear.'

Free beseach dy twa prille frijers wat mei in skalk each. Hij moast oan de jonges fan Horsberg tinke mei de famkes fan Windmiller. De juffrou wist fansels ek fan Rosie en Sylvester. Sij fûn dy prille frijkerkes ek te aardich foar wurden en liet se yn deselde dûbele bank foaroan bij har tafel nêstelkoar sitte. As de twa popkes elkoar yn de klasse tuten, dan seach se ta it rût út en glimke se nei de waaibeammen bij de pleats fan Peterson.

De juffrou wachte mei ûngeduld op har troudei yn juny. Se rûn hast de hele dei yn in wolk om. Everett learde neat. En foar Free hie it ek tiidfergriemen west as der net wat lêsböeken west hienen. Der wienen fjouwer dy't er noch net sjoen hie, en as er syn lessen ôf hie, begûn er dêrmei. Hij lies se allegear yn ien wike út. De oare wyks joech de juffrou him in dreech skiednisboek te lêzen om him dwaande te hâlden. It boek like nijsgjirrich en Free naam it mei nei hûs. De oare moarns hie er dat ek al út. De juffrou koe har eagen net leauwe, en begûn te praten oer hoe knap har ferloofde wol net wie.

Soms waard de juffrou tsjin de middei sa dromerich, dat se de bern in twa oeren lang middeisskôft joech, wylst se sels in kuierke makke

nei in ferlitten begraafplak in eintsje nei it suden op in heuveltsje. Se siet dan yn de sinne op in grêfstien har krolderich swart hier te kjimmen oant it skittere en oan de úteinen omheechsprong.

Nei skoaltiid moast Free de post fan syn heit en mem ophelje út de brievebus ûnder de waaibeammen bij Peterson. Hij die dat graach omdat er hieltyd hope dat er in brief krije soe fan Larry Grey. Mar dy skreau him nooit in brief. Nei hast twa wike hie Free der skjîn syn nocht fan derop te wachtsjen dat syn heit dat nije hynder keapje soe. Doe't Garrett har nije kapweintsje brocht, begûn Free pas echt drokte te meitsjen oer hoe't er de pest hie oan dy Garfieldskoalle mei al dy idioate frijers.

It kapweintsje wie in juwieltsje. It wie kreas griis ferve en it nije hout oan de binnenkant roek nei in kannefol waarme sealjemolke.

Op in dei kaam er thús en wist er fuort oan hoe't de hynders yn de nachtjister dienen dat der wat feroare wie. Hij ferstrûpte him yn syn hiemklean en fandele earst de aaien. Hij wie in goede aaiedetektive. Brodske hinnen hienen de pest oan him en besochten him te snoad ôf te wêzen, mar regels wienen regels en alle aaien wienen fan syn mem. Syn ammerke wie sawat fol doe't er de hynstestâl ynkaam om yn de krêben te sykjen. En dêr stie er. Der stie in nij hynder op de stâl bij de doar; in fos mei swarte moannen en in swarte sturt. Free sette it aai-ammerke del.

Sa gau't it hea op de skuorrereed ûnder syn fuotten rissele, stiek it nije hynder de kop omheech. Alfred sei altyd dat je om in beest hinne stadich bewege moasten. 'Sis wat en lit it beest witte dat je yn de buert binne. Dan, as je der tichtbij komme, gjin flugge bewegings meitsje. En praat sacht, krekt as hâlde jo fan him.'

De fos hie in smelle bles foar op de kop. Hij hie slûchslimme brune eagen. En in grize rubberachtige noas. Free skufele stadich troch oant er rjocht foar de fos stie. Hij seach yn syn foerbak en krêbe. Ja. Syn heit hie him al wat hea jûn. Mar lang net genôch. Free moast de hynders letter toch fuorje, dat hij besleat om it no mar te dwaan. Hij smiet gau wat leechlân'shea yn de krêbe fan it nije hynder en fulde doe ek alle oare krêben fan de rige. Dêrnei helle er in kuorfol maiskolven en joech it nije hynder dêr tolve fan, sa't er dat ek altyd die mei de oare hynders. Doe't er klear wie mei it ompartsjen fan it mais, hie er twa kolven oer. Dy joech er oan it nije hynder. Dat biet deryn as wienen it soerstokken.

Free besleat dat it nije hynder miskien wol roskjimd wurde woe. Hij pakte de roskaam en de hynsteboarstel út de medisyndoaze en kaam rêstich en stadich op it nije hynder ôf, sa't syn heit dat sei, en liet sa witte dat er achter him stie. 'Hee dêre.' It nije hynder seach achterom

nei him, en bûgde dêrbij syn lange hals. Hij hippele wat hinne en wer en tilde de sturt op. Doe seach Free dat it in 'sij' wie. Oan de ûntspande spieren dêr wie te sjen dat se al foalle hie.

Free prate koartôf mar leafdefol tsjin har. 'Ho no, fanke. Ho.' Hij kaam har oan de sydkant benei, en bleau dêrbij goed bûten it berik fan har poaten. Hoeden lei er har de hân op it skouder. Se rôle mei har brune eagen en liet de grize hûd rimpelje. En besleat dat se him wol lije mocht. Free sykhelle ferromme. Oant safier gong alles goed. Hij roskjimde en boarstele har, de glêde hals, de skoften, de rêch. Hij fûn in hekseboarstel yn har swarte moanjes en helle dy út de tiis, hoeden derfoar soargjend gjin hierren út te lûken.

Doe't er bij har achterste kaam, seach er in brânmerk oan de rjochterkant. Hee. In healwyld hynder. Hij frege him ôf oft dat brânmerk dat fan dat feebedriuw yn de Dakota's wie dêr't pake in kear rúzje mei hân hie. Se hie leaver net dat er dat brânmerk roskjimde en draaide de kûnt bij him wei. Hij streake heel foarsichtich mei de boarstel oer it merk hinne. Achter him gong de grutte doar iepen en ynienen wie it yn de skuorre ien en al ljocht. It wie syn heit.

It hynder seach op fan har mais. 'No,' sei syn heit, 'ik sjoch datst al yn de kunde kommen bist mei har.'

'Tsjonge, heit, wat in prachtich hynder.'

'Se hjit fan Tip, ast dat noch net wist.'

'O, wêrom Tip?'

'Wit ik net. Dat hearde ik fan de man bij it spoar fan Cannondale.'

Free streake har oer de skoften. 'Hoi, Tip.' Tip besleat dat noch de heit noch de soan kwea foar har yn 't sin hie en begûn wer mais te fretten. 'Ryd ik dan moarn mei har nei skoalle?'

'Jim mem seit datst earst oan har wenne moatst.'

'Ferhip.'

'Pas op dat Tip dij net in traap ferkeapet. Se sit miskien fol streekjes.'

'Mei ik soms wol op har ride?'

'Dêr wie se earst foar bedoeld. In kowehynder.'

Free waard in ridlik nij túch en haadstel gewaar dat oan in knop achter Tip hong. 'Is dat fan har?'

'Ja. Dat wie bij de priis ynbegrepen.' Doe gong Alfred nei bûten om syn wurk ôf te meitsjen. Free boarstele Tip har swarte sturt oant dy glânzge.

De sneons dêrnei, neidat Tip har moarnsiten hân hie, pakte Free har haadstel en nêst har skufeljend woe er har dat om de kop slaan. Doe't er de hân opstiek om har it halstou ôf te nimmen, biet se achterút nei him.

'Hee do.' Mei de platte hân joech er har in pear klopkjes oer de

skoften. Doe sei er mei de berette stim fan ien dy't de baas wie: 'Doch dat net wer.' Hij besleat dat er har better de riem om de hals hâlde koe wylst er it helter omsloech. Se soe him ferrifelje kinne en útnaie.

Hij loek har de noas út it halstou, heakke de riem om de hals wer fêst, en woe har doe de bek iepenlûke. Tip wegere om de kaken faninoar te dwaan foar it bit. 'Dat sille we noch wolris sjen.' Hij stiek de fingers yn it achterste stik fan de bek en doe joech se ta. Se koe dy bekiepenerstrúk. Op itselde stuit stiek se in lange wiete tonge út. Klik, en it bit glied deryn en it kopstik fan it haadstel glied oer de kop en kaam kreas teplak achter de earen. Free gaspe de halsriem teplak, en naam it helter no helendal ôf. Hij late har nei bûten nei de wetterbak. Se like te witten wa't de baas wie. Bij it drinken streake er de skoften.

Albert en Everett tommelen út 'e hûs wei. 'Slachst har no yn foar it kapweintsje?' frege Albert.

'Net te tichtbij. In hynder kin in heel ein achterúttraapje.' Albert en Everett dienen in pear stappen achterút. Tip stie mei it liif bij de wetterbak lâns. Dat wie in goede gelegenheid om derop te springen. Free smiet har de twa linen oer de rêch, sprong op de râne fan de bak, swaaide in skonk oer har hinne en glied oan board. Se siet goed, hij paste der presys op mei syn achterste en syn lange skonken. Albert en Everett dienen fol ûntsach noch in pear stappen tebek.

Free wachte oant se klear wie mei drinken, en joech doe in triuwke mei de rjochterknibbel. 'No fanke, even in eintsje ride.' Hij loek tagelyk licht oan de rjochterleie. Se harke mear nei syn knibbel as nei de leie. Se stapte it hiem oer, draaide bij de lytse ferveloaze garaazje lâns, en gong doe wer werom. Nei har in fiif, seis kear oer it hiem riden te hawwen, loek er foar de wetterbak wer oan de leie.

'Meie wij ek in kear, Free?' frege Albert.

'Nee. Te gefaarlik. It is in healwyld hynder, witt' jim.'

'Mar ik en Everett wolle ek op har ride.'

Free seach as in keizer op syn twa broers del. Hij fiede him ek as in keizer. 'Ik tink dat ik de post op it hynder ophelje. Yn pleats fan te rinnen.'

'Dan wurdt mem lilk op dij,' sei Albert.

'Wat se net wit, dat deart har net,' sei Free.

'Behalve as ik it har fertel,' sei Albert.

Free rikte nei achteren en joech Tip in klapke op har achterste. 'Fuort, de post ophelje, Tip.' Tip kaam yn beweging, mei de kop open-deljend. Free liet har it hele ein nei de waaibeammen fan Peterson rinne. It duorre in skoft, mar it gong maklik. Man, wat in aardichheid om in healwyld hynder te beriden. It koste wat muoite om de post út de brievebus te pakken. Elke kear as er nei ûnderen rikte om it lid op te

tillen, stuitere Tip skoftich fansiden. Op it lêst slagge it him om it pakje post derút te krijen. It slagge sels om de bus wer ticht te dwaan troch mei syn hakke it lid werom te traapjen.

Hij liet Tip omdraaie nei hûs ta. Dêr mocht Tip wol oer. Se begûn flugger te rinnen. Nijsgjirrich nei wat der bij de post siet, makke er it pakje iepen. Dêr wie mem har wyklikse The Watchman, in brief fan beppe, in folder mei in oersjoch fan it simmerprogramma fan it nije honkbalteam fan Bonnie. De foto fan it team op de folder loek syn oandacht. Hij koe de measte spilers wol. Hij hie se yn de stêd op sneontejûnen wolris sjoen. Wat spitich dat heit net yn it stedsteam spile. Free seach hieltyd wer nei dy foto. Hij bestudearre de slachhouten dy't foar it team stienen. Op in dei soe er ek in slachhout fan in man hawwe.

Hij hie sa syn omtinken bij dy folder dat er mar heal, út syn eachshoeken, fernaam dat Tip de kop nei him omdraaid hie en him bij de blynkapen lâns oanstoarre. Fuort dêrnei - bats! - makke Tip in mâle sprong en smiet se him oer har kop ôf. Hij sloech in kear finaal oer de kop foardat er op syn achterste delkaam. Gelokkich kaam er net op de hurde dyk telâne, mar op it gers dêrnêst. Even wie er yn 'e sûs. Hij gong bij himsels even nei oft er him ek ergens beseard hie. Doe, fernimmend dat alles dêr't er lêst fan ha soe wat pynlike tosken wienen troch de klap, waard er poer en sprong er oerein. 'Do ferrekte stikeme smearlap! Dat dêrom hjitsto fan Tip. As ien even net sjocht, dan smytst him ôf.' Tip like dat net te hearren. Dy hie in pôltsje farsk gers ûntdutsen dat troch wat âld bermgers omheechsprute, en begûn mei de leien achter har oan slepend dêroan te fretten.

Krekt op 'e tiid tocht Free oan syn heit syn regel om in beest noait oer it mad te kommen. Bearend dat er net yn har interesseard wie, kaam er ticht genôch bij har om ynienen de leien te gripen. Hij skuorde har in pear kear fûl oan 'e bek, flokte har út mei in pear goare, fan de Horsbergjonges learde wurden, en noch altyd lilk en wittend dat er net mei goed fatsoen rinnend nêst it hynder op it hiem ferskine koe, stiek er de post yn syn achterbûse, pakte har bij de moannen boppe de skoften beet en slagge der as troch in wûnder yn om himsels mei in swaai oan board te hisen.

Dat makke dat er wist wat him te dwaan stie. Wer op it hiem brocht er Tip nei de skuorre en lei er de post oan de kant. Hij helle it túch fan Tip fan de muorre en sei doe, lykas syn heit, 'Ho fanke,' en smiet har it túch oer de rêch. Tip swaaide de kop wer nei him, mar hij koe dy trúk no en ûntwiek har tosken. Hij tilde de sturt op, helle de sturtriem der ûndertroch en gaspe doe de rest fan it túch fêst.

Free loadste har nei it grize koetske en draaide har foar it stokramt om, om har der achterút yn te twingen. Tip skaaide it achterein tsjin

ien fan de balken oan. ‘Hee do. Dêrhinne mei dyn kûnt. Achterút, hup do!’ Tip draaide de kûnt de oare kant út. ‘No, ik bin net foar ien gat te fangen.’ Mei de iene hân it halstou fêsthâldend rikte Free mei de oare achter him nei de punt fan ien fan de tichtstbije stokramtbalken en loek mei allinne de spierkracht fan syn earm it weintsje nei foaren, oant er har tusken de stokramten hie. Doe heakke er har fêst. ‘Sa. Klear om te rôljen.’

Dêr kamen Albert en Everett oandraven. ‘Meie wij mei?’

Free die syn heit nei: ‘No, as jim rêstich binne, toe dan mar.’

‘Heu!’ De twa klommen troch it achterdoarke oan board. Free stiek de úteinen fan de leien troch de twa rydgatten. ‘Pak se dêr even beet, Albert, wolste?’ Albert loek de linen der trochhinne. Free klom ek oan board en gong op it bankje fan de menner sitten, in dwersplanke dy’t op de bankjes oan wjerskanten set wie. Albert siet oan de rjochterkant en Everett oan de linkerkant.

‘Moatst net tsjin mem sizze dat we ergens hinnegean?’ sei Everett.

‘Nee.’

‘Dan krije we in pak op ’e hûd,’ sei Everett. ‘Kinst mij der better útlitte.’

Free pakte de leien. ‘Fuort, Tip.’ Tip ferroerde har net.

‘Kinst better it foarrûtsje iepen dwaan,’ sei Albert. ‘Se kin dij net hearre.’

Free heakke it foarrút fêst oan in eachje yn it dak. ‘No dan, hup, fuort.’ Hij loek in pear kear oan de linen.

Wûnder boppe wûnder die Tip in pear stappen nei foaren. De tsjillen rôlen. Free stjoerde Tip nei de dyk ta. Troch de fearring skommele it weintsje hinne en wer. Albert en Everett seagen troch it rûtsje yn de achterdoar it hiemstek foarbijkommen. Se wienen echt sels oan it riden.

Free stjoerde Tip nei it oasten, nei de skoalle fan Garfield, nûmer 2. Tip like der gjin beswier tsjin te hawwen. Se gongen stapfoets. Stadich rieden se bij de trije heuveltsjes op en dêr oerhinne, foarbij de pleats fan Hopkins. Doe’t se bij de bocht oankamen, stjoerde Free Tip nei it noarden foarbij de waaibeammen en de rige brievebussen bij Peterson. In heale myl fierderop seagen se Sylvester Goff op in touter op it hiem sitten. Alles gong dat it slydjage. Tip hie der gjin beswier tsjin it koetske te lûken, salang’t se mar rinne koe. Bij de folgjende hoeke draaide Free nei it oasten. De heuvel foar har rûn steil omheech. Hij wie nei ûnderen sels noch steiler. It weintsje begûn tsjin Tip har achterste te triuwen, sadat se hast begûn te drafkjen. Mar Tip woe net drave. Se hold de poaten der stiif tsjinoan.

Albert sei: ‘Dat nimt de hele dei.’

‘Ja,’ sei Free, ‘no is it miskien it goeie momint om har in kear

drafkje te litten.’ Hij skuorde oan de leien, en besocht om har dêrmei troch de rydgatten hinne op ’e rêch te tikjen. ‘Hup, Tip, de sokken deryn.’ Suchtsjend, as in âldman dy’t tweintich stappen noadich hie om op gong te kommen, begûn Tip lang om let stadich te drafkjen. Albert glimke en seach in maisfjild foarbijgliden. Likernôch healwei bij de steile heuvel del gong Tip troch it triuwen fan de wein tsjin har achterein oer yn in snjiddige draf.

‘Chò! No fleane we echt,’ sei Albert. Hij lake lûd fan wille. Everett siet op syn hannen.

‘Jonges, no krije we in pak op ’e hûd.’

Ienkear opwaarme drafke Tip troch, bij de folgjende hichte op en de folgjende hoeke om nei it suden ta.

Tip draafde noch altyd stevich troch doe’t Free har bij de folgjende bocht nei it westen stjoerde. Se rôlen Bester en Moss foarbij. Doe’t Tip skoalle nûmer 2 fan Garfield gewaar waard, begûn se pas echt de sokken deryn te setten. De stâl en maiskolven kamen yn ’t fizier. Se giselen oer de trije heuveltsjes hinne en gûnzen har eigen hiem op. Tip koe wis wol hurd as se it yn ’e kop hie. Free hold triomfantlik ho foar de hikke fan har hiem.

Ada kaam ta it hûs út stowen. ‘Wêr hawwe jim hinne west?’ Albert en Everett klommen fuort út it weintsje wei. Albert begûn te sjen wêr’t syn heit wêze koe en Everett hold de hân foar syn achterste. Free besleat yn it weintsje sitten te bliuwen. Hij soe syn mem wol antwurdzje troch it rûtsje oan de foarkant. ‘Wij ha even in slachje om de buert hinne makke, mem.’

‘Ja, dat wit ik. Want ik ha de hele buert ôfbelle om te warskôgjen dat ús jonges fuortdraafd wienen.’

De hele buert? Dat betsjutte altyd dat der in ramp op hannen wie. Free fernaam dat er lykbleek waard. Ada hie muoite mei sykheljen. ‘Dat ik wist teminsten de hele tiid wêr’t jim wienen. De minsken lâns de rûte bellen mij hieltyd op as jim krekt foarbij wienen.’ Se skodholle. ‘Hoe doardesto dat oan, Free? Wiest net bang?’

‘Ik ben net bang fan Tip.’

Ada loste in ôfgrysluk djippe sucht. ‘O heden, sa dryst. No, yn dat gefal kinst nei de kristlike skoalle begjinne te riden.’

Free ❁ 31

Free rûgele fan bêd sa gau’t syn heit ûnder oan de trep rôp. Hij strûpte de klean oan en draafde nei bûten de rôze moarntiid yn. Hij jage de kij út de nachtjister wei de skuorre yn, joech Tip en de oare hynders

te fretten, roskjimde Tip en tûgde har op. Hij molk syn twa kij en holp syn heit de molke ôf te rjemjen. Doe draafde er even yn 'e hûs om Everett fluch fan bêd te krijen, en drafke wer nei bûten om de keallen te boarnen mei har dreagemolke. Hij hie it amper oan tiid om te brea-iten. 'Lunsjammerkes klear, mem?'

Syn mem moast glimkje. 'Omtrint, jonge.'

Alfred sei: 'As it him útkomt, dan kin er wis wol fluch, is 't net sa?' Ada glimke wer. Fuort nei Albert syn 'amen' loek Free hastich syn skoalklean oan, pofbroek en trui en breiden mûtse, seach Everett even swart oan om him opsjitte te litten en draafde nei bûten om Tip te heljen.

Tip wie noch net helendal klear mei syn mais en woe it bit net oannimme. Mar Free prakkesearre dat der toch yn. Tip seach mâl en der foel har wat mais út de bek. Hij naam har mei nei bûten en liet har drinke, en dat foldie har wol, se naam der goed de tiid foar. Hij treau har foar it stokramt en besocht har der achterút yn te skowen. Opnij skode se fuort, earst de iene kant út, doe de oare. Opnij moast er har mei ien hân beethâlde, wylst er it koetske mei de oare oanloek. Hij hie sa likernôch de balken yn de learen strûpen skood, doe't Tip ynienen de kop achterút stiek en mei har tosken yn syn linkerearm biet. Hij hie gjin kâns himsels te ferdedigjen. Se biet hast troch syn trui hinne.

'Do grutte ferrekkeling.'

'Hee dêre,' rôp Alfred út de masineskuorre wei.

'Mar se hat mij biten,' sei Free poerrazend, wylst er syn earm beethold.

'Ja, wit ik. Dat seach ik. Mar flokken past in learling fan de kristlike skoalle net.' Opnij begûn Free de stokramtbalken om Tip hinne te lûken. Ditkear stie se rêstich stil.

'As dy Everett no net sa fluch as in hazze klear is,' sei Free, 'dan gean ik sûnder him fuort.'

Alfred sei: 'Hast wol wat maiskolven foar it hynder meinommen?'

'Nee.'

'In hynder mei om tolve oere ek graach wat ite, witste.'

Free pakte in jutesek en stoppe der goed wat kolven yn. Tsjin de tiid dat er de mais oer de flier fan it weintsje smiten hie, stie Everett mei de lunsjammerkes fan har beiden klear. Se klommen yn it weintsje en sleaten de doar. Free die it rûtsje foare iepen. 'No dan, fanke, de sokken deryn.' Hij sloech fûl genôch mei de linen troch de rydgatten om se op de rêch fan Tip tikje te litten. Dy kaam yn aksje en sette de stap deryn nei de dyk. Har mem stie op it stoepetrepke en swaaide har út.

'Free, hast dyn fingerneilen wol goed skrobbe? Om dy molkeringen derôf te krijen?'

Free seach nei syn hannen. Ferhip. ‘Dy helje ik der op skoalle wol ôf, mem.’

‘Ik wol net dat de lju sizze dat ien fan Ada har jonges rourântsjes ûnder syn neilen hie.’

Tip rûn it earste stikje wer. Se rûn sels bij de earste heuvel del, wylst it weintsje har frijwat fûl tsjin it achterste treau.

‘We komme te let as we har de hele wei rinne litte,’ tocht Free. ‘Ik moat soargje dat se flugger giet.’

Free stoppe ûnder oan de heuvel en frege Everett de leie even fêst te hâlden, klom nei bûten en draafde nei ûnderen nei in pear wylgen dy’t yn de sleat groeiden. Hij briek der in libbene griene tûke ôf, in tinnenien, en feegde de twiichjes derôf. Hij swypke him in pear kear op en del. It gûnze as in goede swipe. Hij kroep wer yn it weintsje en pakte de leie wer. ‘No ris sjen hoe hurd oft we geane.’ Hij stiek de hân troch it rûtsje en swypke mei it wylgetwiichje oer Tip syn kûnt. ‘Hup, fuort do, en gau wat!’

Tip die mei in skok de kop omheech, sa ferheard wie se, en se makke in spronkje - ynk! - en sette doe ôf yn in goede lykmjittige draf.

‘Do nuvere âldfaam,’ sei Free. ‘Do moatst earst even kleie foardatst wat dwaan wolst.’

Tsjin de tiid dat se op de folgjende hichte wienen, wie de sinne achter har fjoerread. Wylst der foar har wat toverachtichs lei: de stêd Bonnie dy’t as in reade dreamstêd op in smelle fallen wolk lei. It hele plak like in himelske stêd op de dei des oardeels. Gjûn wûnder dat har mem sneins graach oer de himel prate mocht. Nei de Little Rock ta gong it de hele tiid nei ûnderen en Tip drafke der fleurich op los. Mar doe’t de dyk sljochter waard nei de brêge ta, sakke se ôf ta stapfoets. Hoe’t Free har ek útskold of mei it wylgetûkje tyske, se woe net flugger.

Se gong sa stadich de brêge oer dat elke planke apart kreake. De âlde Daise soe dy brêge sjonge litten hawwe as in koar. Free prottele. ‘We komme no wis en seker te let.’

‘Prebearje har mei dyn swypke in kear yn it achterein te pjukken,’ sei Everett. Hij hie in skerpe tear om de noas. ‘Kidelje har dêr’t se gevoelig is.’

‘Goed idee.’ Free stiek har yn de billen. Tip fernaam it amper. It tinne eintsje fan de swipe bûgde te maklik.

‘Stek har yn de poepert ûnder de sturt dêre.’ Free wachte oant Tip tusken twa sketen yn de sturt wat omheech die, en pjukte har doe. Tip stegere - ynk! - die in traap nei it weintsje, skopte krekt mis en foel doe wer yn in goede lykmjittige draf.

De modderdyk siet fol mei kronkeljende buggyspoaren. Der blonk in djippe kûle dêr’t de reed fan grutte John Engleking derbij kaam. Free

liet Tip begaan. Dy koe sels it bêste har paad kieze. Nei de reed fan Shields wie de dyk heger en droeger. De reade stêd waard njonkelytsen in wite stêd. Guon fan de huzen dy't heech op Prospect Hill stienen, wienen giel en brún.

Boppe it sûgjende lûd fan de stuiterjende tsjillen út hearden se it lûd fan in klok. Free hope dat it net dy fan njoggen oere wie. Se kamen boppe oan in steile skeante. Foar him sjend waard Free op it plein fan de kristlike skoalle boartsjende bern gewaar. Moai sa. Se wienen moai op tiid. Hij stjoerde Tip nei it tsjerkepleintsje nêst de skoalle. Oare weintsjes, in swarten, in witen en in gewoane buggy, stienen al bij de lange reade tsjerk skuorre lâns parkeard. Free hold ho. 'Everett, bliuw ticht bij it koetske wylst ik it hynder fuortbring.' Der stienen in pear jonges yn de brede skuorredoar, en dêr wienen ek Johnny Engleking en Johnny Westing bij, Free syn achterneven. Dy rieden ek yn in koetske nei skoalle.

Free spande Tip út en brocht har nei de skuorre. Syn heit hie sein dat er in iepen stâl kieze moast. Free keas ien op healwei. Hij naam Tip it haadstel ôf, en sloech har in tou om de nekke, dêr't er har mei fêstbûn oan de foerbak. De stâlen sieten fol stront en Tip moast dêr mei it achterein omheech op stean. Free foege him bij de oare jonges dy't yn de skuorredoar stienen.

'In knap hynder,' sei Johnny Engleking. Hij stie mei de holle in eintsje foarút, as skamme er him in bytsje dat er famylje fan Free wie, mar fielder tagelyk dat er wat sizze moast.

'It is in healwyld hynder,' sei Free.

'Myn Fly is flugger,' sei Johnny Engleking, in bytsje triljend. Free fûn dat triljen in teken fan swakte. Johnny Westing wie folle better. Dy seach der altyd bedaard út.

Hij sei tsjin Johnny Westing: 'Ik sit yn de fjirde klasse. Hokker lokaal moat ik hinne?'

'Gean nei it lokaal fan juffrou Herman. Dat dogge wij ek.'

'Everett sit yn de twadde klasse.'

'Dy giet nei it lokaal fan juffrou Goslin. Kom mar, pak jim lunsjammerkes, dan gean ik jim wol foar.'

Johnny Westing gong har foar nei it fan betonblokken oplutsen skoalgebou. Hij brocht Everett earst nei it lokaal fan juffrou Goslin, doe Free nei dat fan juffrou Herman. Free mocht juffrou Amelia Herman fuort lije. Se hie ljochtblauwe eagen, ôfwikseljend ferlegen en skrandere. Har brún hier droech se mei in sipeltsje achter op de holle. Se hie wat foarútsteande hoektosken, dy't wat oer har lippe nei bûten stieken, mar se lake krekt sa hearlik as syn mem.

'Ja,' sei se, 'jim mem hat fan 'e moarn de haadmaster al opbelle en

sein dat we jim ferwachtsje moasten. Jim komme hjir wat let yn it jier, dat de iennige bank dy't ik foar dij haw, is ien helendal achteryn. Dat fynst wol goed, hoopje ik?

Free knikte. As er dêr siet, soenen de oaren him net oanstoarje kinne. It wie tsjin de regels om achterom te sjen. Der wie noch genôch tiid oer om bûten te boartsjen, dat se boarten 'ferjotsen'. Johnny Engleking sei dat Free as nijeling him wêze moast. Free fûn dat bêst. Hij woe bij har yn de geunst komme. De oare Englekings fûnen dat fuort in goede grap. Se laken dat se him moai te pakken hienen. It trepke oan de foarkant fan de skoalle wie de gefangenis. Se draafden allegear as de wyn. Free koe ek heel hurd rinne en al gau hie er se allegear opsletten, behalve Johnny Westing. Dy koe echt hurd. It wie krekt as hie er in propeller yn syn achterste. Hij hoegde gjin 'bekoar', mar wist fuort te dûken en te ûtnappen. Guon bern wisten net dat it net sa hearde om de hele tiid 'bekoar' te roppen, mar úteinlik helle Free Johnny tusken de jongeshúskes en de skoalle yn, en tikke him, mei noch mar twa stappen te gean.

De oare achterneef fernaam al gau dat se Free net oankoenen bij hurddraversspultsjes. Dat se begûnen Everett te pesten. Se seinen dat Everett sa dom as in baarch wie. Everett glimke dêr allinne mar wat om. In jonge dy't Cornie Tollhouse hjitte, begûn Everett o sa slim te pleagjen. Hij skold him út en kwitste nei him. Cornie lake gemeen mei syn spitsich kin. Hij droech syn overalgalgen sa strak dat syn reet sa klear as wat sichtber wie. Free sei earst neat. Mar hij hold yn 'e gaten wat Cornie mei Everett útheefde.

Krekt foardat de skoalbelle klonk, stapte Cornie op Everett ta en stiek Everett de fûst ûnder it kin, en dat frij hurd. 'Mmrr! Mmrr! Ik kin dij maklik oan.' Yn in flits sprong Free op him ta en treau him oan de kant.

'Bliuw fan myn broer ôf.' Cornie die ferheard in stap werom. Doe waard er woest. Hij stode op Free ôf en dúste dy ek syn fûst hurd ûnder it kin. 'Mmrr. En dij kin ik noch makliker hawwe.' Iderien lake senuwachtich. Free wiek gjin sentimeter tebek. Ynienen hufte er Cornie fûleindich yn it liif, sa fûl dat er dûbelsloech en oer de grûn kwakte. Iderien sprong fan it ôftelplak ôf om it fjochtsjen te ûntwiken. In folwoeksene achter har skrabe de kiel. 'Hrr-rump.'

'Haadmaster Holly,' flústere in famke kjel.

Free draaide him om. In man mei swarte lakskuon, in griis pak mei in swarte strik en swart achteroerkjimd hier, om in keal plak achter op de holle te ferbergjen, stie nei har te sjen. Yn de hoeke fan syn mûle blonk in gouden tosk tusken syn lippen. 'No dan,' sei er, yn de hannen wriuwend, 'wat is hjir te rêden? Fjochterij op it plein fan in kristlike

skoalle?’ Cornie klaude gau oerein. Hij fergeat helendal de dúst yn syn búk. Hij loek in kristlike-skoallegesicht.

Haadmaster Holly stapte op harren ta. Hij hie in stive rjochterfoet en beweegde as in spin. Foar Free bleau er stean. ‘Bisto net dy nije jonge fan Alfredson?’

‘Ja, menear.’

‘En it is dij no al slagge om mei ien te fjochtsjen?’

‘Cornie is begûn. Hij peste-’

‘Ho! Ik hâld net fan klikkerij.’ De haadmaster seach dêrnei nei Cornie, mei syn swarte eagen dy’t like swart wienen as syn lakskuon. ‘En do, do likest in talint te hawwen om problemen te krijen.’

‘Mar dy nije jonge-’

‘Stil. Ik sei al dat ik net fan klikkerij hâld.’ Hij loek in gouden horloazje út syn festjebûse. Doe glimke er. ‘Ja. We ha noch wat tiid foardat de belle giet.’ Hij fette sawol Free as Cornie bij de kraach. ‘Meikomme, jim twa dogenieten; we gean nei de kelder om foar iens en altyd in ein te meitsjen oan dy fjochterij.’ Hij joech har beide in triuw bij de trep op foar him út en kaam, syn rjochterskonk bij elke treptreed opswaaiend, achter har oan.

Free fiede him beskamme. Cornie, Free en haadmaster Holly trêden de gong troch. Se kladden in pear houten trepkjes del it tsjuster fan de kelder yn. It wie krekt in gefangenis, oant Holly it ljocht oanknipte. Hij socht in latsje út, dat brûkt wie om in steapel dakpannen gear te binen, sa’n tomme tsjok en twa foet lang. Dêr sloech er in pear kear mei op it platte fan syn hân. ‘Ik leau dat dit sa likernôch wol it goede gewicht hat. Om de straf passe te litten bij de misdie.’ Hij glimke. ‘No freegje ik de jongehear Tollhouse om oer dy stoel dêr te bûgen. Dy sûnder bekling.’

Cornie trille. Syn eagen wienen dy fan in bange mûs. ‘Slaan mij asjeblyft net op myn bleate achterste, menear Holly.’

‘We freegje dij hjoed net om dyn broek sakje te litten.’ Cornie bûgde foaroer oer de stoel hinne. Hij stiek de hannen nei achteren, oer syn achterste, mei de palm nei bûten. Hij draaide de holle. ‘Slane jo dy nije jonge ek?’

‘Fuort mei dy hannen.’ Cornie begûn al te razen foardat er in klap krigen hie. Dat die Albert thús ek altyd. Dan sloech syn heit wat minder fûl ta.

Haadmaster Holly waard noch lilker. ‘Fuort mei dy hannen. Of ik brek dij dêr alle bonken yn.’

‘Nee.’

Holly hufte Cornie oer de hannen. Klap. Klap. Cornie koe dat net ferneare en loek de hannen werom. Even letter koe er dat ek net ferneare op de strakke overall oer syn reet hinne en hij die syn hannen

der wer foar. Klap. Klap. Klap. Haadmaster Holly koe aardich mei dy stok omgean. Hij hie in earsteklas flierkleedklopper west.

‘Aú! Dat sis ik tsjin ús heit.’

Klap. Klap. Klap. ‘Achtjtjin, njoggentjin, tweintich.’

Haadmaster Holly hold op mei slaan. Syn gesicht wie read oanrûn. ‘Moai sa, oerein do.’

Cornie hold op fan razen en sprong tagelyk oerein. Hij hie amper in kleur. ‘No dy nije jonge. Dat wol ik sjen.’

‘Do giest fuort nei boppen ta. No! Of oars krijst noch tweintich.’ Holly die in spinnesprong nei Cornie ta. Dy naaide út bij de kelderstrep op.

Haadmaster Holly draaide him om nei Free ta. Hij like net mear sa lilik as dêrfoar. ‘Skammest dij net in bytsje datst de earste dei hjir op dyn nije skoalle al in probleem hast?’ Free besleat dat it gjin doel hie om oan dy fint út te lizzen dat er it folste rjocht hie om syn domme broer Everett te beskermjen. Hij soe it de master mar wite dat dy net better wist.

‘Goed dan. Bûch oer dy stoel hinne.’ Free die dat. Spitich dat er gjin winterûnderguod droech. Hij besleat om net mei syn hannen syn achterste te bedekken of te jammerjen, lykas Cornie. Klap. Klap. Klap. It die wol ferrekte sear. Klap. Klap. Klap. Jonge, it waard dêr wol heel gleon. Njoggen. Tsien.

Haadmaster Holly hold op. ‘Sjoch ris oan, in lytse spartaan. Sels gjin kik. Moai. Dêr mei ik wol oer. Kom mar oerein.’

Free treau himsels oerein.

Holly skodholle wat. ‘Wat sille dyn âlden fan ’e jûn sizze ast har dit fertelst?’

Dat hold it dus yn om nei in kristlike skoalle te gean. Hij hie better op Garfield nûmer 2 bliuwe kinnen mei dy healwize juffrou dy’t graach op grêfstiennen sitte mocht om har krollich swart hier te kjimmen.

‘Skammest dij net dyn âlden ûnteare te hawwen?’

Free wist noch fan dat bruien mei de swipe dat er oait bij de brievebus fan Horsberg krigen hie. Dat hie ferskriklik west. Mar no wie er grutter en sa’n pak mei de swipe soe net sa sear mear dwaan. It wan bruien dat er krekt krigen hie fiede noch waarm oan op syn achterste, mar wie al oan it saksearjen.

‘Nee.’

‘Wat? Earesto dyn heit en mem net?’

‘Dy kinne om mij ferhippe as ik in pak op ’e hûd krij om niks.’

Holly stie ferstomd. ‘No, ik sjoch dat wij oergean moatte ta in oare foarm fan straf.’ Hij griep Free bij it skouder en hold him as yn in bankskroef fêst. ‘Jongeman, kensto it fyfde gebod?’

‘Jawol.’

‘Sis dat ris op foar mij.’

‘Earje dyn heit en mem, datst lang libje meist op ’e grûn dy’t de Heare dyn God dij jout.’

‘No, do hast teminsten in goed ûnthâld. Ik wol datst dat gebod hûndert kear foar mij oerskriuwst. En dat dochste fan ’e jûn thús, yn it bijwêzen fan jim heit en mem. Datst hjirnei noait wer ferjitst om jim heit en mem te earjen. En ik wol datst moarnier, foardat de skoalle begjint, dy hûndert rigels persoanlik oan mij oerlangest. Begrepen?’

‘Ja.’

‘Goed dan.’ Holly liet him los en seach op syn horloazje. ‘Tiid foar de belle. Nei boppen do. Foar mij út. Fuort nei dyn lokaal.’

Free klom bij de trep op. Hij hoorde haadmaster Holly achter him omheech kladderjen mei syn stive skonk. Juffrou Herman stie yn de doar iepening fan har lokaal. Se glimke Free breed ta doe’t er har foarbijrûn. Troch har laits kamen de hoektosken grappich út. Hij wie de earste dy’t sitten gong.

Yn de toer oan de bûtenkant begûn de klok te liden. Even dêrnei stroomden de bern nei binnen. De neven Engleking seagen foar ien kear net op him del. Hij wie in echte held. De klok hold op. Haadmaster Holly kaam even lâns om mei juffrou Herman te praten. Wylst se harke, bestoar har brede laits njonkelytsen. Se seach teloarsteld nei dêr’t er siet. Free liet de holle sinke. Dy ferdomde haadmaster. De lêste letkommer wie binnen en de doar waard sletten. Juffrou Herman gong foar yn gebed en se songen it folksliet.

De klasse begûn mei bibelske skiednis, wêrbij’t juffrou Herman in stik út it goede boek foarlies. Doe kaam lêzen en taal yn frjemde kristlike skoalboeken, dêrnei rekkenjen en skriuwen. Stavering kaam krekt foar it middeisskoft. It staveringsboek dat se brûkten wie folle dreger as wat se op Rock nûmer 4 hân hienen. Hij hie mar in pear minuten noadich foar dy les. Undertusken lies juffrou Herman de rige fan de tredde klas foar. Elk bern moast stean gean en it wurd staverje. De measte bern dienen dat wol goed. Doe wie it de beurt fan de jonge dy’t nêst him siet oan de oare kant fan it paad.

‘William Tollhouse, “believe” .’ Dat jonkje wie in jongere broer fan Cornie. Hij wie sa bleu, hij begûn te triljen op syn bankje.

In famke achter him flûstere achter har hân: ‘Stean gean, Wimpy. Prebearje it teminsten. It begjint mei in b mei oan ’e ein in e.’

‘Gjin geflûster graach, Rena Tollhouse. En net helpe.’ Wimpy trille noch mear.

‘Jongehear Tollhouse?’

Op it lêst gong Wimpy nêst syn bankje stean, deabenaud. Hij begûn. ‘B-e-l.’

‘Gean troch.’ Juffrou Herman die him mei de lippen de folgjende letter wat foar. ‘Ja, toe mar?’

Der klonk it gelûd fan drippen. Free seach. Godsamme. Wimpy pisse yn syn overal. It rûn bij syn bokse lâns de flier oer. Dat seach juffrou Herman ek. ‘Goed, William, meist wol sitten gean. Stil, iderien.’ Har blauwe eagen swaaiden dat nei Free út. ‘No dan, jongehear Alfredson, omdatsto blykber sa’n niget hast oan wat der yn de tredde klas gebeurt, meisto “believe” foar ús staverje.’

Free krige in kaam.

‘Toe mar.’

Free koe de regel wol foar ie. ‘B-e-l-i-e-v-e.’ Juffrou Herman seach him even skerp oan. Se begûn wer wat tefredener nei him te sjen. Doe’t de fjirde klas wurden staverje moast, die Free dêr ek alle wurden goed. Hij stavere ‘revolutionary’ en ‘nostalgia’ sa’t it moast.

Dy middeis, nei’t se har lunsjammerkes leechiten hienen, kamen de jonges bijelkoar oan de oastkant fan de tsjerkeskuorre om Ein op de Rots te boartsjen. Dat wie in nij spul foar Free. Alle jonges sochten foar harsels yn de sleat tusken de tsjerke en de skoalle in stien út sa grut as in honkbal en gongen dan nei in peal dêr’t se dy stien hinne goaiden. De jonge waans stien der it tichtste bij telâne kaam, waard de wachter. Dy pakte de stien en lei him boppe op de peal. Dat makke him ta de Ein op de Rots. De oare bern loeken in streep yn it gers en smieten dêr achterwei nei dy ein en prebearren de stien der dan ôf te goaien. Nei’t men nei de ein smiten hie, moast men drave en de stien wer opkrije en wer achter de line sjen te kommen foardat de wachter jo tikje koe. As de wachter te tichtbij kaam, wylst men nei de eigen stien stode, dan mocht men dêrop stean gean en dan koe de wachter jo net tikje. As de ein fan de rots smiten waard, dan koe de wachter gjinien fange oant er de stien wer op de rots set hie. Everett ferbaasde iderien. Hij wie de lêste dy’t prebearre te smiten en hij smiet bij de earste kear fuort raak. Tsjonge, seinen alle jonges, en se beseagen Free syn broer mei mear respekt.

Cornie hie noch in broer dy’t Maynard hjitte, en yn de fyfde klas siet. Maynard wie de bêste fan har allegear. Hij betocht oeral spultsjes foar. Cornie moast fansels de wachter wêze, en dat makke dat Maynard noch mear syn bêst die. ‘Goed, jonges, lit ús allegear tagelyk nei de rots smite. Ien, twa, trije, sjit!’ En allegear smieten se nei de ein. It like de fjildslach bij Bunker Hill wol tusken de Amerikaanse rebellen en de Readbaitsjes. Cornie rekke sa yn de war fan al dy om him hinne fleanende stiennen dat er ynelkoar kromp mei de holle tusken de knibbels. Dêrtroch moast Maynard noch mear laitsje en hij gong foar bij it wer opfandeljen fan de stiennen. Se draafden werom nei de miet en se raasden tagelyk ‘Reitsje de ein!’ En se smieten wer nei de ein op de rots.

Krekt doe't se de measte wille hienen, en as gelokkige jonge hûntsjes geiend hinne en wer draafden, lette haadmaster Holly de skoalklok.

It nei hûs ta gean dy jûns wie in tryste oangelegenheid. Free moast al dy strafrigels noch skriuwe dy jûns. Hij liet Everett belove dat hijsels der it earst oer fertelle soe. Sa gau't Free syn wurk op it hiem ôf hie, draafde er nei it arkhok. Hij hie wat betocht dat him helpe kinne soe. Hij pakte in stik pakjetried en bûgde dat sa dat it om syn fingers passe soe en dan twa potleaden tagelyk fêsthôld. Bij in kear oefenjen op in glêde skjinne planke hold de tried it net. Te slop. Hij soe wat stivers fine moatte. Hij graaide yn in âld amer om ûnder de wurkbank mei alderlei snypsnaren. Op it lêst fûn er in brutsen doarfeur. Dat wie better. Dy wie stiif en fearre tagelyk. Hij bûgde him yn de foarm dy't er woe en prebearre wer de rigels op de planke te skriuwen. Dat gong goed.

Yn pleats fan nei de skuorre te gean om kolve-oarloch te boartsjen mei Everett en Albert, gong er yn 'e hûs. Syn heit siet yn syn draaistoel mei de fuotten op it kachelreservoir kofje te drinken en in piip te roken. Hij sliepte hast. Syn mem stie op it kabinetkastke it jûnsiten klear te meitsjen.

Free gong rêstich te wurk. Hij pakte in breed skriuwblok mei streekjespapier en gong oan de tafel sitten yn it ljocht fan it súdrút. It fyfde gebod wie te lang om op ien rigel te passen, dat hij moast syn útfining breder meitsje om op elke twadde rigel skriuwe te kinnen. Hij skreau ien wurd en ûntdiek dat er syn útfining noch wat bijbûge moast om de twa rigen skrift op de earste en tredde rigels te passen.

Hij ferbettere der noch wat oan. Nei sa'n tsien dûbele rigels foel it him op dat syn útfining in bytsje wurke as in ploege mei twa koeterblêden yn in maisfjild. Je koenen altyd sjen dat in dûbele ploege dat dien hie en net ien inkelde. Haadmaster Holly soe dy trúk fuort yn 'e smizen hawwe. Hij beseach syn útfining even goed. As je de fear bij elke twadde rigel wat bûgden en sa earst de twa potleaden wat faninoar dienen en dan wer sa't it earst wie, dan soe it dreech wêze om te ûntdekken dat de rigels net ien foar ien skreaun wienen. Jawis. It wie krekt as bij de werper bij honkbal, dy't hieltyd wer oars smiet.

'Wat heefsto dêr út, jonge?' Free waard kjel. Hij seach op. Syn heit stoarre nei syn útfining wylst er syn piip weistoppe yn syn boarstbûse.

'Wat hasto dêr makke?'

Free besocht syn útfining sa út it sicht te hâlden dat it net lykje soe as ferburch er dy. 'O niks. Allinne mar wat húswork.'

Ada seach op fan har jirpelskilen. 'Is dy kristlike skoalle sa dreech datst húswork meikrigen hast?'

Free seach dat Everett stikem nei him siet te mykjen. Everett boarte

mei Albert en de baby op de flier bij it oanrjocht. Alfred bûgde om better sjen te kinnen. ‘Wat hast dêr no wer? Mei twa potleaden deryn.’

‘Ik bin wat oan it útprebearjen, heit.’

Ada kaam der ek bij, mei de hannen oan de polzen ta wyt fan it moal. Se seach oer syn skouder nei it skriuwblok. “‘Earje dyn heit en mem’ ... jonge, bisto soms strafrigels oan it skriuwen?’ Dat wie ferskriklik.

‘Free?’

As mem jo mei har leave strange manier oanpakte, dan wie der gjin ferwin op. Dan koenen jo it bêste ynbine en opbychtsje.

‘Soan?’ easke syn heit dêrnei. ‘Dêr liket it in soad op.’

‘As straf?’ Free frege him ôf oft er har fertelle soe dat er noch it pak foar de broek noch de strafrigels fertsjinne hie. Hij besleat fan net. Se soenen altyd de kant fan de haadmaster kieze. Doe liet Everett him hearre, midden út de stêd wei dy’t se oan it bouwen wienen. ‘Cornie peste mij, en spuide mij yn it gesicht en dus hat Free it foar mij opnommen en Cornie in dúst yn it liif ferkocht. Doe kaam de haadmaster en pakte Free en Cornie bij de kraach en sleepte har nei de kelder en hat er har in pak foar de broek jûn. We koenen Cornie bûten janken hearre. Mar Free net.’

‘Wat?’ sei Alfred, stean geand.

‘Hast no oait soks heard?’ rôp Ada, sitten geand.

‘En dat allegear op dyn earste dei op skoalle dêre?’ rôp Alfred.

‘Free, ik skamje mij foar dij,’ rôp Ada.

Free seach Everett oan om him te betankjen. Syn heit wiisde op it skriuwblok.

‘Hoefolle moatst skriuwe?’

‘Ik moat it fyfde gebod hûndert kear oerskriuwe.’

‘Mar wêrom krekt dat gebod?’

‘Omdat ik sei dat myn heit en mem om mij ferhippe koenen as ik in pak op ’e hûd krige foar niks.’

Syn heit stoarre him oan. ‘Oho. No giet mij in ljocht op. No dan, jongeman, dêr krijst nochris hûndert rigels ekstra foar, boppe op dy fan de haadmaster. En dy langest him ek oer, dat er wit dat wij him foar hûndert persint stypje.’

‘Heit bedoelt dat ik no bijelkoar twahûndert rigels skriuwe moat?’

‘Jawis. En jou mij dat ding.’ Hij pakte it fluch fan Free ôf. ‘Do skriuwst dy rigels ien foar ien per kear mei ien potlead. Fan ’e jûn noch. Foardatst op bêd giest. Sels al nimt dat de hele nacht.’

‘Mar heit, it wie net iens myn skuld. Heit hat toch wol heard war Everett sei?’

‘Kin mij neat skele. De haadmaster sil dêr syn reden wol foar hân hawwe.’

Ada sei: ‘Boppedat, jonge, as ien dij op it wang slacht, moastst leare him it oare ta te kearen.’ Free moast hast ferachtlik snuve. Hij hie twa wangen takeard. En haadmaster Holly hie fuort op beide loshuft.

Alfred pakte it skriuwblok en skuorde it blêd mei de rigels dy’t er al skreaun hie derút. ‘Dat is bedroch, om sa te skriuwen mei sa’n twarigelútfining. Begjin helendal opnij mei ien potlead.’

Free mompele: ‘It probleem mei jimme is dat jim oaren earder leauwe as jim eigen bern.’

‘Wat?’ rôp Alfred.

‘Jonge,’ sei syn mem, ‘in goed kristen prebearret earst te sjen oft miskien syn buorman gelyk hat. Om te begjinnen. En earst nei’t er der wis fan wurden is dat syn buorman ûngelyk hat, tinkt er deroer nei oft hysels miskien gelyk hat. Op dy manier, asto úteinlik beslútst datsto gelyk hast, stiet de Heare oan dyn kant.’

‘Op sa’n manier sille de Cornies altyd op ús spuie,’ sei Free.

‘Nee,’ sei syn mem. ‘Want as we der seker fan wurden binne dat wij echt gelyk hawwe, dan achterfolgje wij de fijân mei it swurd fan de wierheid.’

‘Stel dat dy fijân ús earst deamakket?’

‘Harkris, jonkje.’ Ada har lûd waard hurd, lykas dat fan Alfred. ‘Hoefolle klappen hast fan haadmaster Holly krigen?’

‘Tsien.’

‘Tink dan mar datst gelok hân hast dat wij dij net tsien mear jûn hawwe, nêst de ekstra hûndert rigels dyst al krigen hast.’

As er kieze kinnen hie tusken de klappen en de rigels, dan hie er de klappen keazen. Dy namen mar ien minút. Mar it like derop dat er hoe dan ek dy twahûndert rigels dwaan moast, dat hij koe him better koest hâlde foardat er it foar himsels noch slimmer makke. Suchtsjend pakte er ien inkeld potlead en begûn op in skjinne bledside. It slagge him om foar melken sânentritich rigels te skriuwen. Letter, wylst syn heit en de bern oan it skûtelwaskjen wienen bij it oanrjocht, wist er noch gau even trettjin rigels te skriuwen. Sa gau’t Albert it lêste amen útsprutsen hie nei it jûnsiten, skode er syn board oan ’e kant en sette er wer útein. Stadichoan waarden it mear. Sechtich rigels. Santich. Wat mear dat er skreau, wat mear dat syn hân begûn te triljen en syn hânskrift minder waard. Aldere minsken wisten wol deeglik watfoar straf se jaan moasten om lytse bern lije te litten.

Hij begûn himsels doelen te stellen. As er bij tachtich wie, soe er in glês farsk wetter drinke. Bij njoggentich soe er syn mem freegje oft er har favorite plaat ‘Beautiful Ohio’ op de Edison-fonograaf spylje mocht.

Doe’t er lang om let de hûndertste rigel klear hie, hie er in fraach.

‘Heit, as ik fuort nei heit tagien wie, doe’t ik fan ’e middei thúskaam en ferteld hie wat der hjoed gebeurde wie, soe heit dan ek hoe dan ek dy hûndert rigels der oan tafoege hawwe?’

‘Hast dyn stik foar de haadmaster ôf?’

‘Ja.’

Alfred sêde in pear kear oan syn piip. ‘No, jonge, ik fyn noch altyd dat it in goed idee is datst dy hûndert ekstra skriuwst. Alders moatte de skoalmasters stypje of oars komt der reboelje.’

Ferhip. Heit hie it him hast skonken. ‘Kin ik dan heit syn hûndert moarntejûn dwaan?’

Alfred sêde noch in kear oan syn piip. ‘Nee, kinst se no better dwaan. Moarntejûn soe ik fan gedachten feroarje kinne en dat soe net goed wêze.’

Noch in kear ferhip. Suchtsjend begûn Free oan de twadde hûndert ‘earje-dyn-heit-en-memmen.’ Ada wie de pannen oan it skjinmeitsjen, en ûntdiek dat de molke oan ien dêrfan oanbrând wie, en dat se dat der mei in jirpelskylmeske ôfskraabje moast. Dat skraabjend lûd wie sa skerp en heech dat Free de hannen foar de earen slaan moast. Ada woe en soe beslist elke pot en panne sûkerskjin meitsje. Nei in skoftke wie dat krassen krekt in gleone nulle yn syn ear, helendal oan syn brein ta. Free koe dat úteinlik net mear ferneare en hij sprong oerein. ‘Mem, ik moat fan ’e jûn al myn rigels skriuwe, mem moat ophâlde mei dat geskraab yn dy panne, ik wurd der tipelsinnich fan.’

Alfred sei ek: ‘Ja frou, dêr wurd ik ek raar fan.’

Ada hold op. Der kaam in sachte blik oer har gesicht. ‘Goed, ik kin dy panne fannacht wol weakje litte.’ Se geat de panne fol sjipsop en sette him achter op de kachel. Healwei alven gong se op bêd. Op dat stuit hie Free hûndertentachtich rigels klear. Mei de fuotten op it reservoir fan de kachel bleau Alfred bij him sitten te roken. De klok tikke stadich.

Free fûn it aardich dat heit him selskip hold. Hij begûn al in soad griis hier te krijen. Dêr’t it ljocht it boppe-op beskynde, wie it sa wyt as moanneljocht. Op in dei soe heit der krekt sa útsjen as Abe Lincoln. Hij wie al like lang. Lang om let, om healwei tolven, wie Free, mei seare fingers as fan in âldman, klear.

‘Prachtich,’ sei Alfred, ‘en no op bêd. Der sit slinger oan dij en dat mei ik graach sjen.’

De oare deis gong Free, sa gau’t er op it skoalplein oankommen wie, fuortdaalk nei de keamer fan de haadmaster en lange him de twahûndert rigels oer. Holly telde de rigels en stoarre Free oan. ‘Mar ik hie dij mar hûndert rigels opjûn, jongeman.’

Free seach him rjocht yn de eagen. ‘Heit hat mij de oare hûndert opjûn en hij sei dat ik dy ek ynleverje moast.’ Haadmaster Holly skuorde syn swarte eagen wiid iepen. ‘No no, is dat net prachtich. Sokke âlders meitsje it ûnderwiis ta in grut nocht.’

Dy skoaldei ferrûn aardich goed. Fysiology wie krekt as seagen jo heit in baarch slachtsjen. Bij ierdrykskunde tekene er út de holle sa presiis in kaart fan Noard- en Súd-Amearika, dat juffrou Herman dy boppe it boerd fêstpjukte as foarbyld foar alle trije klassen om nei te sjen.

It kristlike lêsbboek en dat fan Amerikaanse skiednis hie er noch nooit sjoen. Oan ’e ein fan elk haadstik stie in kristlik boadskip, mar as je dat oersloegen, wienen dy boeken wol nijsgjirrich. Dy twa boeken wienen spiksplinternij en seagen der sa moai út, dat Free juffrou Herman frege oft er se mei nei hûs nimme mocht. De juffrou lake him wer oan mei ien fan har aardige wolveglimkes. ‘Aha, dat do bist ien fan dy bern dy’t gjin beswier tsjin wat hûswurk hawwe, hè?’

‘Nee, ik tocht allinne mar dat ik der graach wat yn lêze woe. Fan it begjin ôf. Dat haw ik mist, want ik bin hjir pas letter op skoalle kommen.’

Se seach him wat ferbjustere oan. ‘No, goed dan. Mar pas der goed op.’ Free fûn de fjildslaggen yn de frijheidsoarloch prachtich. Hij hie dêr alris oer lêzen, mar it wie moai om dat nochris te dwaan. En der stienen twa ferhalen yn it kristlike lêsbboek dy’t him winskje lieten dat syn heit en mem sa ryk wienen, dat er nei frjemde lannen reizgje koe. Ien ferhaal gong oer Nestor, dy’t heech op in heuvel yn in stiennen hûs wenne. De ets oan it begjin liet in wiis âld man sjen dy’t oer see útseach en him ôffrege oft syn skippen wol weromkomme soenen. It oare ferhaal gong oer in gefjocht op libben en dea tusken in krúsriddar en in Saraseen. Se sieten beide op in hynder en se fochten har striid út op de flakte ûnder Damaskus. De riddar wûn, al wie it mar op it nipperke.

De oare moarns seach juffrou Herman him deryn kommen mei dy twa boeken, ynpakt yn in nûmer fan The Bonnie Review. ‘Hast al in pear haadstikken útlêze kinnen?’ frege se, him fleurich talaitsjend.

‘Ik ha se al út.’

‘Do bedoelst, it hele boek al? Beide?’

‘Ja, juffrou.’

Se kniep de eagen ticht en begûn him tagedien oan te laitsjen.

Doe’t er oan ’e ein fan de moanne syn rapportkaart krige, wie Free der wis fan dat er op gedrach in ‘ûnfoldwaande’ krije soe. Mar ta syn ferbazing hie juffrou Herman him in ‘ridlik’ jûn. Ada fûn dat mar neat wurdich. Mar syn heit sei dat dat wol ynoarder wie. Elke jonge

mei wat pit en kriich yn him die sa no en dan dingen dy't dy âldwiven net noasken.

Free ❁ 32

De folgjende simmer wie prachtich. Beppe en de nije pake en Sherm kamen in moanne útfanhûs. Beppe en de nije pake, Garland Stanhorse, sliepten yn de útfanhuzerskeamer boppe de moaie keamer. Sherm sliepte bij Free op ien bêd yn de jongeskeamer, wylst Everett en Albert yn it oare bêd sliepten, oare kant it flierkleed. De nije pake kaam omdat it in betûft skilder wie. Alfred woe dat hij en net in frjemd it skurve hûs opferve. En beppe kaam omdat se fan har beppesizzers genietsje woe foardat it te let wie.

Pake Stanhorse blik in man te wêzen dy't fol grappen siet. Hij hie in noas as in âld jirpel en as er dij foar de gek hold, lake syn mûle helendal net, mar syn noas wol. As er net oan it fervjen wie, wie er oanklaaid as in dominy, yn in swart pak mei in swier gouden horloazjeketting. Hij wist altyd presys hoe let at it wie en koe jo altyd fertelle wannear't de moanne en de sinne in pear tellen te let wienen. As er oan it fervjen wie, droech er in romsittende wite overal en in wite skilderspet. Hij wist heel presys hoe't er ljedders pleatse moast, sadat er sels oan it puntsje fan de gevel ta fervje koe en hij wie sa handich yn hoe't er syn kwaste yn de ferve dipte en him ôfskodde, dat der amper in drip ferve oer de grûn foel.

Jûns frege er soms oan Alfred om in plaat op de Edisonfonograaf te spyljen. As in plaat út wie, sei er altyd 'Manjefyk!' en dan tyspele er mei syn horloazjeketting en rôle er mei syn brune eagen, wylst syn noas trille. Beppe hold in heel soad fan him en begûn al om syn grappen te laitsjen foardat er noch mar ien wurd sein hie. Syn bêste grap wie oer syn eigen namme, Stanhorse. Hij sei dat syn heit in kear sa'n goed ôfjage hynder hân hie op syn molkerûte, dat er allinne mar *Stand, Horse* ('steane hynder') sizze hoegde om him op in seker plak steane te litten oant er weromkaam, en dat die dat hynder dan.

Beppe koe der net oer út hoefolle Free wol net groeid wie sûnt se him foar it lêst sjoen hie. 'We moatte dij aanst noch in balstien oan 'e holle knoopje.'

'Ja, sei Alfred, 'en it slimste is noch, prebearje him mar ris yn skuon en klean te hâlden. It is mar goed dat er se hurd ferslyt, want oars hienen we de solder fol mei dingen dêr't er útgroeid is.'

Sherm holp Free om fluch syn karweikes ôf te meitsjen, sadat se mear tiid hawwe soenen om te boartsjen. Sherm frege Alfred sels oft

er net wat foar him dwaan koe, om mar in wyt fuotsje bij him te heljen. Alfred sei dat er wol in pear kij melke koe.

Se boarten buorkerijke. Sherm die altyd dingen as wie it in ferhaal.

Earst makken se yn de beammantel romte foar har twa huzen. Se brûkten fallen tûken om de keamers oan te jaan, en plankjes fan de rommelbulte foar doarren en ruten. Se loeken strepen yn de modder om sjen te litten wêr't de tafels en stuollen en bêden stienen. Mei in stikje tried spanden se in telefoanline tusken har twa huzen, en brûkten dêrbij beamstammen as telefoanpeallen. Yn Alfred syn arkskuorke prakkesearden se elk in telefoan ynelkoar en ferbûnen dy mei har triedsjes. De telefoanen wurken fuortdaalk, al moasten se der ek lûd tsjin prate, lykas beppe altyd die.

Dêrnei makken se in romte foar de skuorren. Dat wie makliker. Mei de bijgebouwen kaam it net sa krekt. Foar de bargaen brûkten se de kromme boegen fan in hjerringtûntsje. Foar de kij de boegen fan in sâlttûne, en foar de hynders snijden se harsels goed stevige wylgetûken. En foar de tugen brûkten se frissele pakjetou. Alfred hearde har bij it brea-iten praten oer hoe't se miskien boartsje koenen dat se de mais bewurken, troch de maisfuorgen op en del te rinnen mei har stokhynderkes.

'Hee, jonges, wylst jim it sa drok hawwe mei op en del te rinnen en neat út te fretten, kinne jim dan net foar mij soldateknopen sykje? Ik skyn se mar net allegear mei myn kultivator te pakken krije te kinnen, hoe't ik ek myn koeters ôfstel.'

Foar heit wurkje yn har frije tiid?

'Der binne mar in pear,' sei Alfred, 'hjiir en dêr mar ien.'

Beppe skrabe de kiel. 'Sjoch mij dy lippen ris, se hingje suver op de tredde knoop. Heden noch ta.'

Ada moast laitsje. 'Dy lippen binne noch better as in slaab, sa fier hingje se nei ûnderen.'

Pake Stanhorse wist wol hoe't se har fielden. Hij glimke nei Alfred. 'Alfred, wêrom lovest net in priis út foar wa't de measte soldateknopen útskuort?'

'No,' sei Alfred, stadich, 'as dy priis mar net te heech wurdt.'

'In dûbele sjokodip takom sneontejûn.'

'Goed,' sei Alfred, 'mar ik wol dan wol resultaten sjen.'

'Bedoelt heit, we moatte heit alles sjen litte wat we útskuorre?'

'Dat is wol goed,' sei Sherm. 'Dat komt wol klear. We pakke elk in jutesek, slingerje dy oer it skouder, en stopje se dêryn.'

'Sa mei ik it hearre,' sei Alfred.

Se gongen derop los en keazen elk in maisfuorge, sa't Alfred mei syn kultivator die, en kuerden tige krekt ûnder de bôgjende griene

blêden. It wie krekt as rûnen se rige nei rige fan keamerrintfear del. It iennige dat se fanelkoar sjen koenen wienen har hollen dy't dêr lâns beweegden. Dy middeis hie Free ienentritich soldateknopen en Sherm achtentweintich. Alfred stie fersteld. 'Dat binne njoggenenfyftich dy't myn kultivator mist hat.'

De rest fan de wike gongen se Alfred syn hele maisfjild troch. De sneons, doe't se klear wienen, hienen se fjouwerhûndert twaentweintich soldateknopen útlutsen, presys twahûndert alve elk.

Alfred moast dêr om laitsje bij de iterstafel. 'Jonges, jonges, jim ha mij no raar foar it blok setten. Wat moat ik no oan mei jim lyk spul?'

'In munt opsmite,' sei Sherm.

'Foei,' sei beppe. 'Dat is gokken.'

'Mar meie we dan wol in strieke lûke?', frege Sherm, snoad.

Beppe stiek de hannen nei God omheech. 'No bist wer dy wize snotnoas.'

'Kalm jimme,' sei pake Stanhorse. 'Ik ha in foarstel.'

'Lit hearre,' sei Alfred, noch altyd bliid dat al syn soldateknopen útskuord wienen.

'Ik ha hjir twa muntsjes, Alfred,' sei er, en hij socht in kwartsje bijelkoar út wat losjild yn syn festjebûse, 'en asto dat ek hast, kinne wij har fan 'e jûn yn de stêd in beker iis keapje litte en dy tusken har ferpartsje litte.'

'Ofpraat,' sei Alfred.

Sherm naam syn knipmes dy jûns mei nei de stêd ta en snijde it kartonnen bakje mei iis midstwa. Se ieten it op mei de houten leppeltsjes dy't derbij hearden en se fûnen it hearlik. Se sieten op de stoepe fan de izerwinkel fan Highmire en slikken derop los. Alle bern út de stêd seagen dy jûns nei har, jaloers.

Dêrnei boarten Free en Sherm dat se trouw wienen en bern hienen. As se yn har eigen hûs wienen, praten se wat mei har sabeare frou, en foeteren se de bern út, lûd genôch fansels dat de oar it hearre koe, want oars wie it om 'e nocht. Soms spilen se de rol fan har frou en bern, en ferdraaiden se har stimmen foar elk fan dy rollen. Free syn frou hjitte Fredrika, want hij tocht in bytsje oan de dochter fan grutte omke John, dy't de kommende hjerst miskien mei him nei skoalle ta ride soe. De frou fan Sherm hjitte fan Frances Simmons, want hij hie faak mei har boarte yn de tiid dat har mem Ada skieden wie fan dy nuvere Barry Simmons. Barry en Ada wienen no wer opnij trouw.

Sherm sei tsjin syn Frances bij de iterstafel: 'Witste frou, it is heech tiid om noch in bern te nimmen. Ik ha altyd seis ha wollen.'

Syn frou Frances sei: 'Ja, ik bin de lêste tiid net sa wurch mear.'

'Goed. As we op bêd gean, dogge we it.' Sherm seach sa'n bytsje

skean nei dêr't Free oan de iterstafel siet om te sjen oft dy net tocht dat er itselde spylje moatte soe. Free frege him ôf hoe't Sherm in bern meitsje soe mei in sabeare frou. Dat soe wolris like dreech wêze kinne as in sentaur meitsje. Hij seach út syn eachshoecken wylst er sabeare jirpels iet mei syn frou Fredrika.

Al gau lies Sherm út syn sabeare bibel, die in gebed, en doe, omdat er wat fan syn frou woe, in geunst op bêd, help er har te skûtelwaskjen. Hij makke wat gekheid mei har, sloech de earms om har mul, kniep har ek yn it achterst, en tute har gau oeral op it wang. Frances like har dêr net te fûl tsjin te fersetten. Free besleat itselde mei syn Fredrika te dwaan.

Sherm smiet it ôfwaskwetter foar syn frou Frances fuort en brocht har doe op har bêd fan modder. Hij klaaide har sabeare út, blies de nachtlampe út, en kroep doe ûnder de tekkens. Free wist net goed wat men ûnder de tekkens die. Hij seach hieltyd nei Sherm. Dy seach tafallich nei dêr't Free op syn sabeare bêd lei.

'Hee, do hearst mij net sjen te kinnen.'

Free makke in flugge hânbeweging nei har toutsjetelefoan, om derop te tsjuten dat se net echt sa prate koenen, want it wie in myl fan Sherm syn hûs nei sines - dat as hij him wat sizze woe, dan moast er belje.

Sherm begriep it. Mei in sucht gong er fan bêd ôf, sizzend 'Ik bin direkt wer werom, frou,' en gong doe nei de telefoan en belle mei Free. Dy hearde syn telefoan rinkeljen, twa kear koart en ien kear lang. Hij gong oerein en naam op.

'Mei Free.'

'Hee dêre, maatsje fan mij mei de koarte pimel, hâld op mei mij en myn frou te bestrunen.'

'Ja no, mar ik wit net hoe't ik babys meitsje moat.'

'Wêr hast dyn oare bern dan wei?'

'Wit ik net,' sei Free.

'No, kinst der yn elk gefal wis fan wêze, net fan de earrebarre.'

'Is it krekt as mei de hynsten?'

'Hast goed ret, jonkje.'

'No, sei Free, 'dan hoech ik tink ik gjin bern mear.'

Sherm seach tafallich troch de beamlêden en seach wêr't de sinne stie. 'Hee, it is iterstiid. We kinne ús better haaste, oars misse we it iten wer, lykas dy kear yn it oare hûs.'

In pear dagen letter kundige pake Stanhorse ûnder iten oan dat er it fervjen ôf hie. Doe marsjearden se allegear nei bûten om te sjen, Alfred, Ada, beppe, de bern, en dêr stie it, in splinternij wyt hûs om yn te wenjen. It wie einliks respektabel om te sizzen dat je op dat perseel fan Hamilton wennen, trije en in heale myl oastlik fan Bonnie.

Heit ried pake Stanhorse, beppe en Sherm nei it stasjon, dêr't se op de Cannonball stapten nei de stêd fan beppe.

Ada ❁ 33

Doe't Ada wekker waard, fielde se switdrippen op har gesicht. Wer in gleone julydei. Se beweege har skonken en fielde dat se no al wurch wie. Se draaide har op de side, allinne mar om herinnere te wurden oan it nije gewicht yn har búk. Tsjin de tiid fan de maisplôk soe der in fyfde mûle wêze om iten te jaan. Se hearde Alfred yn de stoepe it piteroaljestel oanstekken en dêr de kofjepot op setten. Yn de simmer besochten se it stel yn de keuken net te brûken. Ien ding joech har lykwols in goed gefoel. It hûs wie prachtich wyt opferve en de flierren yn 'e hûs wienen fernist mei in ljochte gouden kleur. Se hienen alwer in kear it hok fan in lânhearre opknapt ta in paleis op it lân. No't de bern leard wie om yn de stoepe de skuon en sa út te lûken, en se no allegear ridlik himmele oanwensten hienen, wie it libben toch de muoite wurdich.

Der wie wat mei dat bern dat op kommendewei wie. It fielde oan ien kant swier. Earst hie se tocht dat it allinne mar in pine yn de side wie, wat se soms hie as se te hurd wurke hie. Mar neigeraden har liif úttynde, wie dat gefoel njonkelytsen dúdliker wurden.

Se gong stadich fan bêd ôf en klaaide har stadich oan. As se fan it begjin ôf kalm en bedaard bliuwe koe, soe se de rest fan de dei wol ynoarder wêze. Dan switte se ek net sa bot. Se hie it mier oan dat switterige gefoel, yn it bysûnder oan de binnenkant fan de skonken. Tsjin de tiid dat se yn de keuken stie, wienen Alfred en Free al de waarme moarntiid ynrûn, Alfred om it fee te fuorjen en Free om de kij te heljen.

Se besleat om dy moarns kâld te brea-iten: hurdkôke aaien fan de deis dêrfoar, snijde kâlde skinke, in stikje bôle, dreagemolke út de iiskast. Se die it har oan tiid om de tafel te dekken. It kliemske miggepapier boppe de tafel begûn te draaien. Se seach dat it gerdyn foar it súdrút wat begûn wie te fladderjen. Moai. No koe men teminsten sykhelje, no't der in suchtsje wyn stie. Se rôp Everett, Albert en Jonathan, en hie se tsjin brea-iterstiid wosken. Iderien iet dy moarns stadich. Der waard net folle sein, oant Alfred nei it tankgebed oankundige dat Free him better helpe koe om dy moarns de lêste weiden luzernehea yn te heljen.

Free seach fuortdaalk swart. 'Altyd dat tsjêf yn myn hals.'

'Ik wit datst dêr de pest oan hast, jonge, dat haw ik ek. Mar it moat dien wurde. Asto de hynders menst en it hea delstampst, dan kin ik it yn fjouwer kear ynhelje. Dat besparret mij gâns tiid.'

Free seach noch altyd swart. ‘Ferhip.’

Alfred loek oan syn noas. ‘Myn lea dogge mij dizze moarn sear as rustige knierbannen en dat betsjut dat it dit wykein reïne sil. Omdat it moarn snein is, moatte wij it krekt hjoed ynhelje.’

Ada hie begrutsjen mei Free, mar besleat net tuskenbeide te kommen. It wie tiid dat de jonge learde dat je hurd arbeidzje moasten om it op dizze wrâld te rêden. Boppedat, hij wie grut en sterk, en dat soe him gjin kwea dwaan.

Alfred gong oerein. ‘Okee jonge, as de sinne skynt, dan droeget it hea.’

‘Dat seit heit altyd,’ sei Free, en hij huvere.

Mei de striehoed op de holle treaun gongen man en jonge de dei te liif. Ada glimke nei Albert en Everett en Jonathan. ‘En wat dogge jim hjoed, jonges?’

‘Meie we hjoed yn ’e hûs bliuwe, mem?’

‘Wat? As jim in hele beammantel ha om ûnder te boartsjen? Ik soe sizze fan net. De striehoed op en fuort jimme. Ffft.’

‘Mar it is sa gleon bûten, mem,’ sei Albert.

‘Jonges, letter set ik in tobbe wetter yn de sinne en dan kinne jim fan ’e jûn mar raak yn it wetter omspatte.’

Yn harsels protteljend rûnen de lytse bern nei de beammen.

Ada wosk de breaboardsjes ôf en skylde de jirpels. Se makke alle bêden op en lege de pispotten fan de bern en fan harsels. Se stoffe de moaie keamer ôf foar de snein. Himmele de amer fan de rjemmeskieder en de melkamers. Se seach op de klok. Der wie noch krekt wat tiid oer om foar de lunsj de hinnen te fuorjen. Se helle in amer mealde mais út de tûne yn de skuorre. De wite hinnen it tichtst bij har wisten daalk wat se fan doel wie en kamen keakeljend op har ta, de wjokken omheech, de snaffels wiid iepen. ‘Kyp, kyp,’ rôp se nei de hinnen dy’t nei it bargeplak swalke wienen. Se struide it mais stadich rinnend yn in wide rûnte om har hinne. In wite flood fan wjokken kolke har om de skonken, soms sels ûnder har blauwe jurk op.

Doe’t se klear wie, sette se de amer op de kop en gong der midden op it hiem op sitten. Har team piken wie groeid yn de rin fan de jierren. Se hie sa’n fjouwerhûndert - twahûndert lishinnen, sa’n tsien aktive hoannen, en de rest kapoenen.

De lêste tiid wie de aairoduksje wat sakke. Har eagen gongen ûndersykjend fan kaam nei kaam, tûk speurend nei sykte en ûngedierte. Salang’t de kammen helderread bleauwen, wienen de hinnen sûn. In hin tichtbij tilde de wjok op en pikte nei wat op it reade fleis ûnder de pinnefearren. Se die dat ferskeidene kearen. Luzen? Ada beseach de hinnen sekuer. Dêr hienen jo it wer. In oare hin tilde de wjok op om

nei wat te pikken dat har jokke. ‘Heare myn God,’ sei se lûdop, ‘ik hoopje dat ik net noch in kear dat ûntluzingsprogramma dwaan moat. Dat poeier siet garânsje op.’

Se seach skerp nei in wat âldere hin. Dy har kaam wie syklik read yn pleats fan helderread. Ada bûgde foarwer, stiek de hannen stadich nei foaren, en griep nei it beest, sa fluch as se koe. Se fong har stevich mei de hannen om it boarst. ‘Jeaak,’ sei it âld hintsje.

‘Ik doch dij gjin kwea, hear.’ Ada hold har yn har jurk tusken de knibbels goed fêst. Se wrotte mei de fingers troch de pinnefearren ûnder de wjokken. En dêr wienen se. Sa gau’t it ljocht ferskynde, naaiden de luzen út nei it tsjuster fan de lange fearren.

‘Oe heden!’ Se reage de hin fan har skoat ôf, sprong oerein en sloech har jurk ôf, foar it gefal dat der guon luzen op harsels fallen wienen.

‘Ik ha der sa’n hekel oan dy skepseltsjes tsjin luzen te behanneljen.’ Se seach omheech nei de blauwe loft. ‘Ik wit dat Jo in reden hawwe foar de dingen dy’t Jo hjir op ierde pleatst hawwe, mar wêr binne luzen yn ’e goedichheid goed foar?’ Se krige de amer op en goaide him yn de fuortûne. ‘De jonges kinne mij wol helpe om se moandei te besproeien.’

Om alve oere hinne helle se trije wasktobben foar it ljocht en sette se op it gers yn de sinne. Se pompte reinwetter op út de wetterbak. It wetter spettere ûngelikens fûl yn de amer. As in rûne tobbe fol wie, naam it reinwetter de kleur oan fan sloppe tee.

It iten wie in kwelling. Iderien en ek de wetterkanne switte. Der waard net folle praten. Ada frege Free om in koarte psalm te lêzen, yn pleats fan út de Pentateuch, dêr’t de haadstikken lang wienen.

Alfred naam op de bank yn de wenkeamer dêr’t de gerdinen ticht wienen even in knipperke. De bern swalken nei bûten om te profitearjen fan it sigentsje ûnder de beammen. Ada die it skûtelwaskjen. De rook fan grien mais yn it molkestadium wyndere troch it rûd. Doe’t se klear wie, stapte se sa rêstich mooglik bij de sliepende Alfred lâns en gong yn har tsjustere sliepkeamer lizzen. Se foel yn ’e sliep wylst it swit har fan de foarholle sipele. Se droomde dat se in bad naam yn in tobbe ôfwaskwetter mei allinne de noas der boppe-út. Noch even en dan ferdronk se. Se snûfde de noas iepen en waard wekker. Swit wie har yn de noas rûn.

Iderien rêste oan twa oere ta, doe’t sûntsjesoan hûs en hiem wer warber waarden. Se makke ekstra iten klear foar de oare deis. De sabbat wie bedoeld as in dei fan rêst en godstsjinstoefening. Se ieten in betiid licht jûnsiten.

Wylst Alfred en Free oan it melken wienen, lei Ada, yn in kreaze rige op de betonnen stoepetrep, foar iderien skjin ûnderguod klear. Se prebearre it wetter yn de tobben even. Dat wie lichemswaarm trochdat it

al sûnt alven yn de sinne stien hie. ‘Moai jonges, jim kinne no begjinne te plaskjen.’

Everett, Albert en Jonathan kamen út de beammen wei oandraven, en smieten de klean al dravend út. Se liken krekt pykjes dy’t mei útsette wjokken nei it fuorplak stoden. Everett en Albert hienen de klean sawat tagelyk út en sprongen beide mei in gjalp fan wille yn de tobbe. It wetter spatte har oer de búk en it gesicht. Jonathan wie de lêste en dy foel der mear yn as dat er sprong. Ada krige harsels in stoel, in stik sjippe en in wasklapke. Se hie Jonathan it earst te pakken en loek him út de tobbe. Wylst se op ’e stoel siet, sjippe se syn hele liif yn, mei de hân en ek mei it lapke. Doe’t se op syn gesicht en nekke begûn te rossen, treau er, tsjinakseljend en krimmenearjend, it lapke fuort. Doe’t se klear wie mei him goed skjinrost te hawwen, tilde se him wer yn de tobbe en snjitte se him mei twa hannen as in kom helendal wiet. Hij geide it út fan wille.

Albert wie de folgjende. Hij treau it wasklapke ek fuort, want hij hie der in hekel oan om de sjippe per ûngelok yn de eagen te krijen, en hold net fan de pjukkende finger yn syn earen. Ada hie him stevich bij syn lange achterholle beet en liet net los. ‘No no, sa slim is dat no ek wer net. Do fieltst dij anst heel wat better. Sa skjin as in ingel. Hjirre, lit mij dij ôfspiele.’ Se snjitte oer him ek hânfolen wetter hinne.

Everett wie oars. Dy akseptearre it wasklapke rêstich. En omdat er dat die, wie Ada mei him ek foarsichtiger. Dêr’t de oare jonges nei griene mais roeken, roek hij nei in bulte hea. Se snjitte ek wetter oer him hinne. Albert, sa bleat as in plôke hin, kaam oandraven en tikke Everett.

‘Do bist him.’ Dat makke Everett wekker en hij sprong út de tobbe en begûn Albert om it hûs hinne achternei te sitten. Alfred en Free kamen doe krekt mei de molke út de skuorre oanrinnen. Alfred lake bij it sjen fan syn rôze soannen dy’t oer it griene gers neaken om it wite hûs hinne draafden, en doe’t er bij de stoepe kaam, sette er syn twa molkbussen del om even te sjen.

‘Mei ik ek even fluch in bad nimme, heit?’ frege Free. ‘Ik kin de keallen letter wol boarne.’

‘Jawis wol, toe mar en himmelje dyn canyon mar even goed.’

Free strûpte op itselde plak syn klean út en drafke nei de tichtstbijsteande tobbe. Twa sprongen en hij kaam mei in geweldige plomp teplak. ‘Heu!’

Ada pakte him beet. ‘Earst wat sjippe, jonkje.’ Beetholden troch har hannen moast er laitsje. Al gau wie er te glêd fan de sjippe om beet te hâlden. It slagge him om ûnder har optwingerich wasklapke wei te dûken.

‘Do wurdst te grut foar dy natuerterreinwaskbeurten.’ Se smiet ek oer him hanfollen wetter hinne. Hij rôp it út fan nocht.

Everett kaam foarbijdraven en joech Free in klap op syn poepert. ‘Do bist him.’

‘Net earlik,’ rôp Free, en hij sprong út ’e tobbe, wylst it wetter as sulveren bijkes yn de rûnte spatte, en hij stode Albert achternei.

Albert joech in gjalp, bochte om Ada hinne, en sette op it húske ôf.

‘Net earlik,’ raasde Free, ‘do meist dijsels dêr net yn opslute. Allinne ast echt op it húske moastst.’ Albert bûgde ôf nei de seringeboskjes en strûpte dêr foaroerbûgd sûnder ien skramke trochhinne. Der klonk fan klearebare wille ien lange oanhâldende gjalp út syn kiel. Free doek om de seringen hinne en sette Albert opnij achternei. Yn in omsjoch kamen se de oare kant fan it hûs omfleanen, mei it boarst foarút, wylst de lytse pimeltsjes hinne en wer wipten, en har bleate fuotten amper de grûn roerden. Har bleate earms en halzen wienen donker fan de simmer, en de rest pearlewyt. Free hie Albert te pakken krekt foardat se bij de hikke foare wienen.

Alfred glimke breedút nei syn fleanende soannen. ‘Tsjonge, dy drave in bytsje sa’t myn kampioensbroer Abbott die.’

Mei in brede laits seach Ada fol leafde nei har, krekt wosken dat se wienen, en roppend fan gelok om de wille fan gewoan te boartsjen. Hoe koenen se oars wêze as suver fan hart? ‘O, wer tsien te wêzen en sa frij as de wyn.’

Se heinde it lûd op fan in automotor. Dat soenen de trije jonges fan Hopkins wol wêze dy’t nei de stêd ta gongen. Op sneontejûnen paradearren se nei de stêd, sa’t alle oare jonges út de fallei dienen. Al gau kamen se it lêste heuveltsje oer en rieden se yn har swarte iepen auto foarbij. Alle trije stoarren se nei de dravende bleate jonkjes.

‘Ik bin benijd wat se no tinke,’ sei Alfred laitsjend.

‘Ja,’ sei Ada, ‘we binne jûn grif it skandaal fan Bonnie.’

‘O, dy binne net sa rabberich. Se tinke dat allinne mar bij harsels.’

‘No,’ sei Ada, ‘as de Hege Rie ús takom wike opbellet, dan sizze we gewoan dat jonkjes dy’t op dy leeftyd sa omdrave, ien en al wille, sûnder sûnde binne.’

‘Of it moast wêze dat ien fan har in dochter wie.’

‘Op dy leeftyd? Dat wit ik net.’

Alfred swijde.

‘Ik ha dat miskien wolris ôfkard, ûnskuldige berntsjes dy’t yn de jûnssinne omdjoeie, mar no’t ik wat fan it libben sjoen haw, bin ik fan gedachten feroare. Ik kin mij net yntinke dat God dat net goedfynt.’

Alfred seach hoe’t Free foarbijsnjitte. En sei noch altyd neat.

Yn har bûk skopte de ûngeboaren baby. Ada tocht: ‘Hee, it is krekt

as is er jaloers op har.' Se suchte. 'Ik bin sa wend oan jonges krijen, dat ik sels net iens mear tink dat it in famke wurde kinne soe.'

Alfred krige de molkbussen op en begûn de molke te skieden. Letter, doe't de bern al op bêd leinen, wosken se harsels ek, earst Ada en dêrnei Alfred, yn wat der oer wie fan it sinnewaarme wetter. Der kaam krekt genôch ljocht fan it gers ôf om harsels sjen te kinnen.

'Der komt in wolkebank opsetten út it noardwesten dêre,' murk Ada op.

'Sa't myn rustige lea mij fan 'e moarn sear dienen, sei ik al dat der wat broeide. En mei de wyn trije dagen lang yn dy hoeke, it súdoasten, dan moat it wol in kear losbarste.'

Alfred bea oan om har de rêch ôf te droegjen, mar se wiisde dat ôf. 'Fan 'e jûn lit ik mij troch de lije wyn droech blaze.'

Se waard wekker fan in lûde tongerslach. Se gong sa hommels oereinsitten op bêd, dat it bern yn har ferstive, en bang de skonkjes rjochtút trape.

'Alfred, der komt ûnwaar!'

'Nrrm.' Alfred draaide him om en loek in kjessen oer de holle. Ada kaam fan bêd en stiek de nachtlampe oan. It wie krekt middernacht. Se dwaalde yn har wite nachtpon troch it hûs. Krekt doe't se de keuken ynkaam, flikkere de wjerljocht westlik fan de beammantel. De ûnwaarsklap folge fuortdaliks, krekt as kaam er út de djipten fan de ivichheid. De flits ferljochte it hele lân om har hinne, sadat se troch it rût op it noarden in glimp opheinde fan in op de pleats ôfstrûzende lege wolkebân. Dat makke dat se in beslút naam. Noch altyd de nachtlampe dragend, klom se bij de trep op. 'Kom bern, der liket in slimme buoi oan te kommen. Miskien moatte we de kelder yn.'

'Sykloan?' frege Free út syn bêd wei.

'Dat spul hinget dêr ôfgrysliek leech, jonge.' Se rûn op de oaren ta en skodde se wekker. 'Opsjtte, bern.' Alle fjouwer tommelen se fan bêd ôf. Se hienen neaken sliepen en it giele lampeljocht liet har hûd as farske molke gloeie. 'Jim kinne better even op syn minst jim kyltsjes oanlûke en jim overal.' Stom hysten se harsels yn de klean.

Bûten waard it heel stil. Dêr hie Ada it net op stean. Alde pioniers praten der faak oer hoe't sa'n stilte meastal foarôfgong oan ferskriklik simmerûnwaar. Se fiede it begjin fan triljen yn har skonken. 'Toe, fluch jim.'

Se stommelen de trep del, Ada mei de lampe achter har oan. Ienris yn de keuken seagen se om har hinne foar in plakje om lizzen te gean.

'Wêrom geane jim net op de kelderdoar lizzen yn de stoepe? As it hûs deroan giet, kinne jim fluch de kelder ynwippe.' Alle fjouwer

ferdwûnen se yn it tsjuster fan de oerdutsen stoepe. Ada sette de lampe op tafel.

In pear ûnbidige drippen petsten op it dak. Doe waard it wer stil. Troch it rût heinde se, yn it koarte momint fan de wjerljocht, in glimp op fan de loft. Heare myn God. De wolken hongen suver tsjin de beamtoppen oan. En wyld? It liken krekt grutte giseljende hynstesturten.

‘Alfred!’ rôp se, nei de sliepkeamer dravend. ‘Alfred! No moatst der echt ôfkomme.’

Sûnder de eagen te iepenjen frege Alfred: ‘Ut hokker rjochting komt dy buoi?’

‘It noardwesten.’

‘Gjin sykloan dan.’ Hij draaide him om en nestele syn noas wer yn it kjessen. ‘Alfred, kom derôf, hearste? Ik leau net dat it oan mij is om dizze buoi allinne mei de bern troch te kommen.’ Se skodde him trochelkoar. Se tocht: ‘Heare God. Wat binne syn heupen hurd.’

‘Free kin dij wol helpe om it hûs fêst te hâlden.’ Krekt op dat stuit batste der reinwetter en wyn op it dak. It wie krekt as wie der in hele mar op it dak smiten.

Alfred skeat oerein út syn lekkens wei. ‘Godskes!’ Hij swaaide syn skrale skonken fan bêd ôf. ‘Goed, ik bin derôf. Ik bin direkt bij dij.’

‘Godtank.’

It bearen fan de ûnwaarsbuoi wie aaklik. It hele hûs stie te skodzjen. De ruten op it noarden en noardwesten rattelen en brieken hast. Ada har hart sloech as in lammesturtsje. ‘Dat sil ús ferpletterje, Alfred!’ Mei noch altyd it nachtljocht yn de hân draafde se de keuken troch nei de oerdutsen stoepe.

‘De kelder yn, bern!’

Alfred doek nêst har op, op bleate fuotten en allinne yn syn overal. ‘Wacht. Ik leau ...’ Hij harke. ‘It is allinne mar in fûle rjochtute wyn. Mei in soad reinwetter deryn. Oer in minút is dat foarbij.’

‘Do bedoelst de hele buoi?’

‘Nee, de wyn. Nei de tiid miggelt it de hele nacht noch wat troch. It wurdt in o sa wiete nacht.’

‘Hoe witsto dat no?’

‘Ssst. Wacht. Harkje no even. Kalm.’

Doe saksearre de wyn, yn ien tel. De ruten rattelen net mear. De siden fan it hûs skodden net mear. En it fûle reinen stoppe en waard in sacht tikjen op it stoepedakje. Ada hold ien hân ûnder har búk en de oare om de nachtlampe. Yn it tsjuster fan de stoepe liken har gesichten krekt feale moannen.

‘Ik begryp net hoesto wist wat God fan doel wie. Want ik wie der wis fan dat der in sykloan komme soe.’

‘Mar frou, net út it noardwesten wei.’

‘Do bedoelst, sels God kin net in sykloan út it noardwesten komme litte?’

‘De natuer soe Him dat net tastean.’

‘Alfred, dat soe godslastering wêze as it net sa wie dat de natuer sels ek al in part fan God is.’

‘No ja, hoe dan ek, in sykloan kin ûnmooglik út it noardwesten komme. No bern, wer op bêd mei jimme.’

Ada die it har oan tiid om wer op bêd te gean. Se wie tankber dat se yn de wyldernis fan har wrâld sa’n wisse man hie. Se wist noch hoe’t har heit Alfred altyd sa oerémis waard as der ûnwaar op komst wie. Ja, der wie in wrâld fan ferskil tusken de twa Alfredden. Hie har heit mear op har man like, dan hie sij miskien ek kalmer west as der ûnwaarsbuoien op har ôf kamen.

Free ❁ 34

Se sieten nei iten yn de betonnen stoepe en Alfred knipte Free syn hier. Hij hie it hier fan de oare jonges om de earen al koarter knipt. De om Free syn skouders fêstknope skelk en de stoepe wienen besiedde mei ljocht hier. Alfred wie betûft mei de skjirre en koe hast like goed knippe as de kapper yn de stêd. Yn ’e hûs rattele de telefoan: twa kear koart en ien kear lang.

Free moast de holle wat omdraaie om út de toan fan syn mem har stim op te heinen wa’t dêr belle. Hij hope dat der besite kaam. It hie de lêste tiid bij hûs frijwat saai west.

‘Hâld dyn kop stil.’ Alfred joech him mei de heup in triuwke.

Free siet stil. Soms, as syn heit te ticht tsjin Free oan stie, fiede er wat dêr sacht yn syn overal hong. Dat makke him altyd senuwachtich.

Even letter kaam Ada de stoepe yn. ‘Dat wie Hal Haber.’

‘Wat woe er?’ Alfred loek Free syn ear nei ûnderen wylst er dêr keurich boppe en omhinne knipte.

‘Se fregen oft we fan ’e jûn thús wienen. Se woene even delkomme.’

Free hold syn ear sa heech mooglik dat syn heit him mar net sear die. Hij frege om syn heit syn hân hinne: ‘Komme har bern ek mei?’

‘De hele famylje komt,’ sei Ada.

‘Hoera, de Habers komme!’ Yn syn blydskip skuorde Free syn ear út Alfred syn hân wei.

‘Au!’ Alfred waard sa kjel fan syn ûnferwachte meneuvel dat er net gau genôch mei syn skjirre Free syn ljocht hier trochknippe koe, sadat de skjirre deryn smoarde.

Alfred treau him yn de stoel del. 'Sjoch noris watst dien hast.' Hij knipte ferskillende kearen de skjirre iepen en ticht, mar koe der net goed trochkomme. 'Dyn hier is sa taai as in ielshûd. Ik sil in skroevedraaier helje moatte en de skjirre losmeitsje moatte, tink ik. Ada, helje mij even dy skroevedraaier dêr op it finsterbank bij de rjemmeskieder.' Free hold syn holle heel sekuer omheech en skean nei syn heit ta. It die ferdealde sear as jo hier yn de skjirre fêstsitten bleau.

De bern kamen oandraven. 'Komme de Habers echt?'

'Jaseker,' sei Free fansiden tsjin har.

'Heu, dan kinne we echt wille meitsje.'

Hal Haber syn âldste jonge, Floris, wie yn deselde moanne geboaren as Free. Hij ried ek mei in koetske nei skoalle en se wienen maten wurden bij it fuorjen fan de hynders middeis. De Habers hienen in soad oare bern nêst Floris - Benjamin, Willard en Hubert. Hal Haber wie ek de omke fan Catherine Haber, dêr't Free mei nei skoalle gien wie op Rock skoalle 3.

Lang om let helle Alfred syn hier yn de skjirre út 'e tiis. 'En no op dyn achterst dêr stil sitte oant ik klear bin, begrepen?' Alfred pakte Free bij it skouder en rammele him even goed trochelkoar.

De bern draafden rûntsjes yn it gers. 'De Habers komme, de Habers komme.'

Alfred moast dêr úteinlik om glimkje. 'Ik woe wol dat ik sa oerémis wurde koe om kommende besite.'

'No Alfred, Hal is net dom en hij is gesellich,' sei Ada.

'Mar soms wol wat loai,' sei Alfred.

'Foar in folwoeksene, ja, hij hâldt wat tefolle fan dat bernespultsje.' Ada koe it net litte om Alfred wat te narjen om dat honkbal, ek al die se dat glimkjend.

Alfred bromde mar wat. Doe die er in stap achterút om syn wurk ris goed te besjen. 'Moai sa, goed genôch.' Hij makke de skelk om Free syn skouders los, tilde him op en skodde him út. Plôkjes hier dreauwen fuort oer it griene gers. Dêrnei fage er de stoepe út en burch de stoel en de skjirre op. Free foege him bij syn broers dy't op it gers omdjoeiden. It wie simmer en it soe noch lang ljocht bliuwe en dêrnei soe mem iderien wat lekkers jaan. Der kaam in prachttiid oan.

No en dan seagen Free en de oare bern even nei it oasten om te sjen oft de besite oer de trije heuveltsjes al de pleats fan Hopkins foarbijried. Mar de Habers dienen it har skoan oan tiid.

Ada lake nei har út de skimerige keuken wei. 'Jonge, do witst hoe't de Habers binne. Altyd wat oan de lette kant, sels nei tsjerke ta.'

Free seach nei dêr't de sinne tusken de beammen yn de beammantel sunk. 'As se net opsjitte, is it aanst al gau te tsjuster om honkbal te spyljen.'

'Do silst wat langer geduld ha moatte, jonge.' Ien kear gong der in

wolkje stof omheech oan de oare kant fan de earste fan de trije heuvels. Dat moasten wol de Habers wêze. Mar doe't de auto yn it sicht kaam, blik it allinne mar Bester te wêzen.

Alfred rôp út syn stoel yn de stoepe wei. 'Free, wylst we toch sitte te wachtsjen, wêrom draafst net nei de mole om him even foar mij stil te setten. De wetterbak is fol. Ik kin hjirwei sjen dat er hast oerrint.'

'Ferhip.'

'Hup. No. Do kinst maklik hinne en werom foar't se hjir binne.' Free sleeptoffele fuort om dat te dwaan. Hij rûn stadich troch it stikje bargelân nei de wynmole, en kaam hurddravend werom. Noch altyd gjin besite. Hij flokte. Syn broers krigen ek har nocht fan it wachtsjen en gongen nei de beammantel werom om te boartsjen. Free gong nêst syn heit op de stoepe sitten. It lege sinneljocht smiet blauwe skaden achter de beammen en de gebouwen. De jûn waard al noflik koel.

'We krije in skoftlang helder waar,' mimere Alfred.

Free skeat oerein. 'Dêr komme se.' In âld Dodge kaam kreunend oer de earste fan de trije heuveltsjes oanriden. Hij gong wer hurder as er nei ûnderen ried en stadiger derbij op. Oer de lêste dûker ridend tsjinoer it bargelân, ried er yn in legere fersnelling en swaaide har hiem op.

Alfred gong ek oerein. De bern kamen oandraven. In grutte donkerhierrige man mei in laits sa breed as in roskaam swaaide mei de auto op it hiem om. Nêst him siet syn dikke frou Hattie, dy't ek breedút lake. De achterbank siet fol hollen dy't allegear nei de stoepe stoarren dêr't Alfred en Free stienen. De hûn blafte woest tsjin de draaiende foartsjillen en waard hast oerriden. Haber loek de hânrem oan en de âld Dodge stoppe presys nêst de hikke.

Ada kaam de keuken út. Se stie glimkjend yn de doar, in freonlike hartlike ingel yn in iepen hûs. Hal en Hattie Haber staptten oan wjerskanten út de auto. Hal sei: 'Hoe giet it hjir mei de famylje Alfredson?'

Alfred lake: 'O goed hear. Tankewol.'

Doe't se Ada har swier liif seach, moast Hattie skodholje. 'It spyt mij dat we wat let binne, mar ik wie fergetten dat ik de wekflessen noch tichtmeitsje moast. Ik ha hjoed oan it tomatynmeitsjen west.'

'O, hindert neat, hear,' sei Ada. 'Ik hie it ek krekt drok.' De twa ploechjes bern stoarren elkoar oan.

Hal moast laitsje om syn bern, dy't noch altyd achter yn de auto sieten. 'Yn 'e goedichheid, bern, je soenen sa fan jim hast tinke dat jim elkoar noch noait sjoen hawwe.'

'It is krekt in stel bollekeallen,' sei Alfred. 'Allegear benaud fan elkoar oant se elkoar in pear kear mei de kop stjitten hawwe.'

'Ja,' lake Hal. 'Goed, kom op no, derút.'

Dat breek it iis en de Haberbern rûgelen nei bûten. In pear minuten letter wienen beide ploechjes bern honkbal oan it spyljen yn it stikje bargelân. Floris wie in treflik hurddraver en in kreaaze jonge. De folgjende Haberjonge, Benjamin, koe stiïfkoppich wêze, mar wie dy jûns ien en al laitsjende fleurichheid. Hij wist hoe't er oer Everett de baas spylje koe. Willard en Hubert wienen as Albert en Jonathan, jonge hûntsjes dy't net wisten hoe't se honkbal spylje moasten oant ien dat oan har fertelde.

Alfred helle in pear klapstuollen en de âlderen gongen op it gers sitten te sjen hoe't de bern yn de ûndergeande sinne draafden. Se spilen fûl, smitend en dravend en glidend yn it gers, oant se ûnder de smoargens sieten.

Doe't it tsjuster waard, rôp Ada har yn 'e hûs foar in glês swiete sealjemolke, en in stik sûkelade-rezinecake. Free mocht graach molke mei trutsen sealjeblêden, foaral de rook bij it opsloarpjen. Mar hij hie de pech dat der op de kôke molke wat grom dreau doe't syn mem syn glês yngeat, wat mei yn syn glês glied. Hij hold dêr net fan, dat hij makke in souwe fan syn toskan om dat grom derút te hâlden en it slagge him toch om sa de waarme molke op te drinken. Wat siet der toch in skerp krûdich smaakje oan sealjemolke. Hij moest dan altyd tinke oan jonge hynstefôltsjes, krekt berne, dy't yn rûntsjes om har mem hinne draafden.

Synheit en memen Halen Hattie praten drok oer de resinte ûnienichheid yn de tsjerke. Dat hie te meitsjen mei it tûzenjierrige ryk fan Jezus Kristus dat nei de einichste dei komme soe. Alfred fûn dat hele gedoch bespotlik. Wa koe dy fiere takomst wat skele, as se hjir noch allegear op har pleatsen sieten lâns de Little Rockrivier, bij Bonnie? Hij sei dat it echte probleem wie dat dat Cooper- en Ardmanfolk gewoan de Englekings net lije mochten. Hal lake wat en sei dat it allegear neat útmakke. Boppedat, bij in tsjerkesplitsing soe it foar beide kanten finansjeel lestich wurde, want dan moasten se it traktemint fan twa dominys betelje yn pleats fan ien. Hattie moest net safolle fan de Englekings hawwe en dat sei se ek. Se sei der net bij fansels dat dikke Sherm Engleking har in kear frege hie om te trouwen, en dat se him ôfwiisd hie, sadat no de twa famyljes, de famylje Hal Haber en de famylje fan dikke Sherm, elkoar net luchtsje koenen, oan de lêste bern ta. Ada siet ûnder it ljocht fan de treklampe te fronseljen om wat se hearde. Al sok praat hie in soad fan rabberij, wat har slim tsjinstie.

Alfred sei: 'Der is wat mei dy dikke-John-tûke fan de famylje Engleking dat net helendal doocht. Mar se kinne it tagelyk ek net litte. Jim witte wol hoe't se altyd foar yn tsjerke stean moatte en bekenne moatte dat se alwer it sânde gebod oertrêde hawwe. It sit yn har as de brune spikkelsykte.'

'Alfred,' warskôge Ada.

‘No, it is de wierheid, frou,’ sei er. ‘Ik sis net dat it yn dyn tûke fan de famylje sit, witste.’ Hij foege der laitsjend oan ta: ‘Al woe ik soms wolris dat dat in bytsje it gefal wie.’

Hattie seach as hienen se oer God Syn achterst sitten te praten. Se rôle mei de eagen. Hal die dat ek, en lake syn brede roskaamlaits.

Ada loek har gesicht yn in serene laits. ‘Alfred, ik freegje mij ôf, kinne wij net earst nei de goede dingen sjen yn de minsken, foardat we it hieltyd oer har minne punten hawwe?’

Alfred wie even stil en streake doe mei syn grutte hân oer syn gesicht. ‘Do hast gelyk, frou. Alle potsjes hawwe earen.’

De jongere potsjes wienen lykwols al lang djip yn ’e sliiep fallen. De waarme molke en it praat oer tsjerkesaken hienen as in dûbele slieppil wurke. Se leinen langút oeral op de keukensflier. Free en Floris wienen noch wekker. Free hie Floris ferteld oer in nije potleaddoaze dy’t omke John en muoike Karen him jûn hienen foar skoalle. Floris woe dy sjen. Free sei him mei syn eagen om rêstich te wêzen, dat er de bern net wekker makke en doe sloepen se yn it tsjuster de trep op. Free stiek de nachtlampe oan en pakte de potleaddoaze út de kast.

Se gongen him op Free syn bêd sitten te besjen. De potleaddoaze hie trije fekjies. It skúflidsje boppe-op joech tagong ta fjouwer splinternije giele potleaden. Yn it sydfekje leinen twa stikken gom. En as lêste koenen jo, as je der op treauwen, it hele ding yn twa helten útelkoar falle litte, en dan seagen jo in liniaal, kleurpotleaden, paperclips en twa ûnútwiskbere potleaden.

‘Chò!’ sei Floris sacht. Hij pakte de doaze út Free syn hannen en begûn dermei om te tyspeljen, him iepenjend en slutend, en hij helle ien foar ien de kleurpotleaden derút om te sjen oft it echte potleaden wienen en gjin waskopotleaden.

Free waard senuwachtich fan hoe’t Floris mei syn kostbere potleaddoaze omsprong. Hij seach om him hinne nei wat dat Floris ôfliede kinne soe. Dy begûn wat te rideljen. ‘Hee, ha jim hjirboppe ek in pispot?’ Free tocht oan de pot ûnder it jongesbêd, mar besleat op it lêst dat Floris better nei ûnderen gean koe en nei bûten. Op dy manier krige er Floris ek bij syn nije potleaddoaze wei.

Floris goaide de doaze op bêd en sprong oerein. ‘Oe, ik moat sa noadich, ik kin it suver hast priuwe.’ Hij pakte syn broek oan de foarkant beet. ‘Hee, sil ik it út it finster dêr dwaan?’

‘Wij pisje yn ús famylje nooit út it finster.’

‘Ek net yn in needgefal?’ Floris die de gulp iepen, pakte syn ding en kniep him ticht. ‘Doch dat rût iepen of oars lit ik it hjir fleane.’ Syn ding swolde op fan de druk binnenyn.

‘Geen nei bûten op it gers.’

‘Ik kin sa net bij de trep del. Ik kin him net loslitte. It sit al oan ’e ein ta. Jim mem soe in beroerte krije.’

‘Goed.’ Free prebearre it súdrút. De ûnderste helte wie iepen, mar it miggeramt siet oan de bûtenkant mei fjouwer lytse waarlen fêst. Dêrtrochhinne hie gjin sin. Dêrnei prebearre er it lytse fjouwerkante rútsje oan ’e ein fan it jongesbêd. Dat seach út op it oasten lâns de râne fan it dak fan de keuken. Dat hie gjin miggeramt. As er it iepen krije koe, koe Floris dat brûke. Hij liet him op ’e knibbels sakje, skuorde oan de twa fearskoattels en tilde it omheech. Gelokkich siet it net fêst en it gong omheech. De fearskoattels skeaten yn it folgjende gat.

‘Aaaah,’ kreunde Floris. Hij sakke fuort op knibbels tsjin de lege finsterbank oan en liet it fleane troch de iepening hinne. It tsjuster dêrûnder waard midstroch snijd troch lampeljocht dat út it keukensfinster foel. Tsjin dy tiid moast Free ek. Dat hij knibbele nêst Floris en liet it op syn beurt ek fleane. It wie tsjin de regels, jawis. Mar as men moast, dan moast men. Boppedat, it wie eigenlik ek net ûnaardich.

‘Sis, Free, hast der oait mei boarte oant er sa gleon fan binnen waard datst der flau fan foelst?’

‘Nee.’

‘No, Brut Weatherly, ús arbeider, hat it mij in kear sjen litten.’

‘Hoe dan?’

‘We leinen op in moarn noch op bêd te wachtsjen oant ús heit ús roppe soe, en we waarden beide wekker mei in hurdenien, en Brut frege mij oft ik oait smurry spuite hie en ik sei fan nee. Hij seach dêrfan op en pakte doe minent beet en boarte dermei en liet it mij sa sjen.’

Free seach dernei hoe’t syn striel nei bûten spuite en nei ûnderen nei de ljochtstriel út it keukensrút wei.

‘Brut sei in kear dat, asto ien kear mei dijsels begjinst te boartsjen, datst dan net mear ophâlde kinst. En it wurdt noch slimmer, sei er, ast it begjinst te dwaan mei famkes. It wurdt dan krekt in sykte, sei er.’

Free stoarre nei ûnderen, nei har twa strielen. Soms krústen dy twa elkoar tafallich en dan foelen se útelkoar yn allegear lytse dripkjes. So no en dan waaide de sudewyn guon fan de fersprate dripkjes tsjin it ferljochte keukensrút. Om derfoar te soargjen dat syn striel net tsjin dat rút oankaam, rjochte er mear nei it gers.

Floris lake doe’t er seach hoe’t guon fan de drappen tsjin it keukensrút spetteren. Hij rjochte dêr syn eigen striel rjochtstreeks op. Foardat Free him warskôgje koe om dat net te dwaan, begûnen de folwoeksenen ûnder har lûd te praten. Free koe it dúdlik hearre. Hal sei: ‘Godskes, sjoch dêr ris. Is dat net reinwetter tsjin it rút?’

‘Nee,’ sei Alfred. ‘It kin net reine, It wie sa helder as kristal bûten doe’t we niis yn ’e hûs gongen.’

‘No, mar sjoch dat dêr dan. It reint stevich.’ Hal treau syn stoel mei in lûd krassend lûd achterút en gong oerein. ‘Hattie, meitsje de bern wekker. We moatte noch fiif myl oer modderdiken ride en dat is neat wurdich as it wiet is.’

Ada beseach it rût ek. ‘Mar it liket yn snjitterkes te reinen. Krekt as wurdt it net mear as twa dripkes.’

‘We weagje it der net op,’ sei Hal. ‘Toe, frou, oanmeitsje. Ik ha der de pest oan om oer in modderige dyk te wrotten mei in jankend stel bern.’

Iderien ûnder har gong oerein om de bern wekker te meitsjen.

‘Hee,’ sei Hattie, ‘wêr is Floris?’

‘Ja,’ sei Ada, ‘en wêr is Free?’

Floris en Free hienen doe gjin drip mear oer en holden op. Se knopen de gulp ticht. ‘Witst wat,’ sei Floris, ‘heit en mem geane nei hûs troch ús.’

‘Ja,’ sei Free.

Alfred syn swier lûd klonk bij de trep op. ‘Free?’

‘Ja heit.’

‘Under komme. Floris ek. De besite giet nei hûs ta.’ Sa gau’t iderien fan de Habers bûten wie, wylst Alfred in lantearne meinaam, skôge Hal de loft.

‘Godskes, sjoch, stjerhelder. Dat wie in koart buoike. Sa’t Ada al sei, twa dripkes.’

Alfred seach alle kanten út. ‘Hee, jo kinne net iens sjen wêr’t dat wolkje bedarre is.’

Ada sei: ‘As jim wolle, kinne jim wer yn ’e hûs komme om dy sealjemolke op te meitsjen. Der is noch in heel kanfol oer.’

‘Nee,’ sei Hal, en hij roste syn slûge bern oer it hier wylst se by him lâns achter yn de auto kladderen, ‘we sette no mar troch. No’t we al dy jonge fôltsjes yn de jister hawwe, kinne we dêr mar better fan profitearje.’ Doe’t er der wis fan wie dat syn hele famylje oan board wie, slingere er de auto oan, klom deryn en liet de rem los. ‘Oant sjen,’ rôp er lûd. En doe, mei in earmswaai, wienen se fuort. Ada rôp har noch nei: ‘De groetnis oan iderien dy’t ús ken.’

Free ❁ 35

Der wie wat geande yn ’e hûs dêr’t de bern net fan witte mochten. Dy moarns bij brea-iten sei Alfred dat it spitich wie dat it sneon wie, want no hienen se dy ferdulde bern om de fuotten. En nei brea-iten gong Ada ek wer direkt op bêd. Se loek in gesicht as soe se wat profetearje.

Free en syn trije broers boarten maiskolven-oarlochje op de heasolder. Se hellen kolven út de hynstekrêben en stoppen de bûsen dêrmei fol, fan foaren en fan achteren en dan begûn it spul. De bêste kolven om te sjitten wienen de swiere wiete kolven, mei de hynsteflibe der noch op. De fjouwer broers kroepen oer de tsjustere solder, en as se de fijân oer it mad kamen, âlen se as liuwen en smieten se mei de kolven, sa't koaning David spearen smiten hie.

Om tsien oere hinne ried dokter Fairlamb yn syn Essex it hiem op. Free heinde amper in glimp fan him op, doe't er mei syn swarte tas yn 'e hûs strûsde. Dêrnei begûnen se te ferskûlboartsjen. Ien wie 'him' altyd en ien wie altyd in 'gefangene', wylst de oaren weikrûpten. Dy't gefangen wie, wachte altyd op in tekentsje, mei in finger, of in echte knypeach, wat hij wol sjen koe, mar dy't 'him' wie net, en dan, as dy de oare kant útseach, ûtnapte de gefangene en kroep wei.

Om alve oere hinne ried omke John yn syn lúkse Ford it hiem op. Hij stode dravend yn 'e hûs. Free woe bij de seringgen lâns slûpe en troch it rût fan syn mem mykje, om te sjen wat der te rêden wie. Mar Albert waard lik en sei dat er mei har pypkebeskûlboartsje moast.

'Ast ris wist wat der te rêden wie,' sei Free.

'Dat mem noch in baby krijt?' frege Everett.

'O.' Free hie net beseft dat Everett al oer sokke dingen wist. Om de middei hinne gongen omke John en Alfred nei it arkskuorke. Se betimmeren dêr wat en kamen al gau wer nei bûten mei in kistke, dat se mei yn 'e hûs namen.

Albert klage tsjin Free: 'Ik woe datst better boartest. En net hieltyd dêr út it rût fan it keallehok stiest te sjen.'

In skoftke letter kaam omke John wer út 'e hûs mei it kistke foarsichtich yn 'e hannen. Hij seach fertrietlik en lei it kistke op de achterbank fan syn lúkse Ford. Hij stapte yn en ried sunich fuort, krekt as wie syn auto in lykwein.

'Boartsje no ris even mei,' sei Albert en loek oan Free. Everett wreau oer syn liif. 'Ik ha honger.'

Dêrnei ferskynde har heit yn de skuorredoar. Hij hie donkere rânen om de eagen. Hij hie twa ammerkes bij him. 'Hjir, jonges. Ik ha wat iten bij mij. Waarme sealjemolke en wat bôle mei droech koweffleis.'

De lytse Jonathan hie syn breiden mûtse heal ferkeardom op syn holle. 'Is mem siik?'

'Ja, jonge. No, jonges, jim kinne hjir elk op in tuolle sitte te iten. Ik kin jim op 't heden even net yn 'e hûs litte.'

Everett hold de holle wat skean. 'Moatte we hjir yn 'e skuorre ek bidde foar iten?'

Alfred tocht even nei. 'Nee, net echt.' Hij tocht noch even fierder

nei. Dat koste muoite, want hij wie sa treurich. ‘Jim sitte net om in tafel hinne, sjoch.’

Albert sei: ‘Ja, we sitte eigenlijk om in kowepankoek hinne.’ Alfred hie krekt op dat stuit gjin ferlet fan grapkes.

‘No, jonges, yt no mar, begrepen?’ Hij sette Jonathan de mûtse rjocht op ‘e holle en gong hastich fuort. De jonges moasten har troch it hurde droege fleis hinne kôgje.

Alfred koe gjin bôle klearmeitsje. Hij wie te sunich mei de bûter, krekt as ek altyd mei de sûker.

Om twa oere hinne kaam dokter Fairlamb it hûs út. Hij smiet syn swarte tas yn syn Essex krekt as wie er lilck op God en hij ried mei in skok fuort, sadat er mei it rjochterachttersjil in gatsje yn ‘e grûn makke. Om trije oere hinne kaam har heit wer nei de skuorre en sei dat se no wol yn ‘e hûs komme koenen. Mar se moasten wol rêstich boartsje, of oars ...

De jonges stoden yn ‘e hûs. Se wienen kâld en gongen mei de hannen boppe de waarme lidden om de keukenskachel stean. Free goaide der wat kolven bij. Al gau rôp syn mem út de sliepkeamer: ‘Free?’

‘Ja, mem?’

‘Kom hjir ris even.’ Free striek fluch mei wat spui syn hier teplak en rûn troch de wenkeamer har sliepkeamer yn.

‘Ja, mem.’ Ada lei heal oerein op k Jessens. Har gesicht like ûnder har earen sakke te wêzen, as hie se tefolle lake. Har eagen liken op brutsen stikjes iis.

‘Jonge, der is hjoed wat treurichs gebeurd.’ Free wachte. Hij stie oan it fuottenein.

‘Kom ris tichterbij, jonge. Bij mij.’ Dat die Free.

Se lei de hân op syn pols. Se mocht graach minsken oanreitsje, foaral bern. Se koe ien fan har bern oan tafel noait foarbijrinne sûnder in leafdefolle hân op it skouder te lizzen. Se streake Free ferskeidene kearen oer de earm. ‘Ik hie hope dat de goede Heare ús einliks segenje soe mei in dochter. Mar it liket dat Er yn Syn ûneinige wiisheid fûn dat Er ús yn pleats dêrfan besykje moast mei fertriet.’

Free mocht graach oer dy streakjende hân. ‘Ja jonge, der is hjoed in berntsje geboaren bij ús, mar hij is koart nei syn komst stoarn. De Heare hat jûn, de Heare hat nommen, de Namme fan de Heare bliuwt te priizjen!’

Free tocht: ‘Dy baby siet yn dat kistke dat omke John meinommen hat.’ Hij sei lûdop: ‘Ha jim ús broerke nêst pake begroeven?’

Syn mem wie ferrast. ‘Do bist fluch fan begryp, sjoch ik. Ja, jonge.’

‘Wêrom is er deagongen, mem?’

‘Syn holle wie te grut. Hij hie wat we in wetterholle neame.’ Ada hie

muoite om ek mar in lyts bytsje op bêd te bewegen. Se prate yn harsels. 'O. Ik leau net dat ik hjir oait oerhinne kom.'

Jonathan rôp út de keuken wei: 'Mem, mei ik bij mem komme?' Ada besocht om wat oerein te kommen. Mar dat koe se net. Se flústere: 'Free, kinst har asjeblyft sizze om stil te wêzen?'

Free leunde achteroer en âle lûd nei de keuken: 'Jonathan, hâld dyn freet ticht dêre. We binne noch oan it praten.'

'Net altyd sa ûnaardich, Free,' flústere Ada. 'It is dyn eigen leave broerke.' Se waard swakker. 'Kinst hjoed in bytsje yn 'e hûs helpe, jonge? We kinne ditkear net in faam betelje. En heit moat hast mei it maisplôkjen begjinne, dat dy sit oan de earen ta yn syn eigen wurk.'

'Jawol, mem.'

'Soest begjinne kinne mei dyn broers elk in leppelfol fan beppe har haarlimmeroalje te jaan, en dijsels ek.'

'Mar mem, dat freeslike spul smakket sa fiis.'

'Jou jimsels elk in cracker derbij, mei bûter derop.'

'Je kinne dy oalje noch oeren dêrnei priuwe.'

'Mar haarlimmeroalje is goed foar jimme. Foar jim bonken en longen.' Se koe mar amper mear flûsterje. 'En bring mij dan ek wat.'

Free helle de brune flesse en de sulveren leppel en joech dy oan har. Ada gong in pear sentimeter oerein en geat harsels in leppelfol yn, dy't se opsûgde. Se die dat as hold se derfan.

'No do.'

'No?'

'Ja.'

Free hie heal fan doel west om bij it rinnen troch de wenkeamer, foardat er bij syn broers yn de keuken kaam, allinne mar in dripke te nimmen, mar no moast er wol in heel leppelfol nimme. Hij geat wat fan it giele spul yn de leppel en seach der skilich nei. Doe, bllllêêêê, smiet er it achter yn de kiel en slokte it fluch troch. 'Ba!' Doe draafde er nei de keuken foar in cracker. Achter him moast syn mem laitsje.

Free fuorre syn broerkes de oalje op mei in mei bûter besmaarde cracker. Hij frege him ôf wat dêrnei te dwaan. Syn each foel op de Bibel op de naaimasine. As er de Bibel foar himsels lies, helle er der mear út as wannear't er him foar de hele famylje lies. As heit en mem harken, wie er te drok dwaande om goed foar te lêzen.

'Mem,' rôp er nei har, 'mei ik even yn de Bibel lêze?'

'O, ja, fansels wol, jonge,' sei Ada ferrast. 'Wês der allinne foarsichtich mei.'

Free gong bij it ljocht fan it súdrút sitten. Wat omblêdzjend kaam er it ferhaal tsjin fan koaning David en syn soan Absalom. Free hie dat earst net begrepen. Dy idioat Absalom hie syn broer Amnon fermoarde,

omdat dy har suster Tamar bij him sliepe litten hie. Free frege him ôf oft dat wol earlik wie. Amnon hie allinne mar siik west. In broer moast net samar hinnegean en syn broer fermoardzje, allinne mar omdat dy siik wie. Free syn broer Jonathan wie soms ek siik, mar dat betsjutte net dat je it rjocht hienen om him te fermoardzjen.

Free lies it hele ferhaal noch in kear, sân haadstikken lang. En syn eagen waarden op it lêst iepene oer wêr't it ferhaal echt oer gong. Dy Amnon hie syn suster bij him sliepe litten om in baby mei har te meitsjen. Gjin wûnder dat Absalom lilke wie. Sa't dominy oer Absalom prate, soenen je tinke dat it in minne keardel wie. Mar Absalom hie ek in punt. Mar hij hie lykwols net ek al dy oare broers fermoardzje moatten. Allinne mar dy Amnon, dy ferrekkeling. En gjin wûnder dat koaning David om Absalom gûlde: 'Myn soan Absalom, myn soan, myn soan Absalom, och wie ik mar foar dij yn it plak stoarn! Absalom, myn soan, myn soan!'

Ada rôp út de sliepkeamer. 'It is sa rêstich dêre, wat heve jim dêr út?' 'Ik lês oer koaning David,' sei Free. 'En de jonges boartsje stedsje achter de kachel.'

'Dan is it goed.'

Free sei: 'Wol mem miskien noch wat hawwe?'

'Ja jonge, wolst in plaat foar mij draaie?'

'Fansels wol, mem. Hokker?'

'“Moai Ohio”. Ik ha ferlet fan wat dat mij opfleuret.'

Free sette de plaat op en liet de diamanten nulle hoeden yn de earste groef sakje. De Edisonfonograaf ljochte gielbrún op yn de skimerige keamer. De nulle rûze wat en doe begûn in frou te sjongen. Se song as syn mem:

'It is as bin ik yn in godlik paradys,
al dreamend fan in godlik eagepear.'

Free krige triennen yn de eagen. Doe't er út it rût seach, lieten de triennen de trije heuveltsjes foarbij de reed fan Hopkins trilje. Doe't de plaat út wie, sei syn mem: 'Tankewol, jonge.' It wie sa prachtich, dat sij ek gûle moast. 'En no sil ik even wat sliepe.'

'Ja, mem.'

Free gong werom nei de keuken, en die de doar hoeden achter him ticht. Hij pakte de Bibel en gong wer bij it rût sitten. Hij koe him dat ferhaal oer Absalom mar net út de holle sette. Wat er him mar net begripe koe, wie dat Amnon sa hommels fan gedachten feroarje koe oer syn suster Tamar. Earst koe er net sûnder har; dêrnei hate er har ferskrliklik. Sadat de haat, dêr't er har mei hate, grutter wie as de leafde

dêr't er har mei bemind hie. Wat koe der sa ynienen yn him fearn wêze dat er sa hinne en wer wie? Nei in skoftke gong er nei de skuorre om Tip te roskjimmen.

Alfred wie foar Ada nei de stêd gongen. Doe't er weromkaam, hie er in krat mei boadskippen bij him en in nij houten kistke. De jonges, dy't har wurk dien hienen, folgen har heit yn 'e hûs. Der soe dy deis toch noch wat goeds komme, nettsjinsteande alles wat se meimakke hienen. Alfred rêde de boadskippen earst op dêr't se hearden, yn de provyzjekast en de keukenskast. Dêrnei pakte er it nije houten kistke en sette dy op wat âlde kranten op 'e tafel del. Hij krige in hammer en wrikte de boppeste latsjes derôf, pakte der wat houtwol út en helle in blinkende nije nikkelen lampe foar it ljocht.

'Chò,' rôpen de bern. Alfred geat wat oalje ûnder yn de lampe en pompte der wat lucht yn. Hij knope boppe-yn twa lytse lapkes fêst en hold dêr in lûsjefer bij. De lapkes stof feroaren yn ferskronfele lapkes wite jiske. Doe draaide er in kraantsje iepen en de lampe begûn te sûzjen. 'Achterút, bern, foar it gefal dat er ûntploft.' Hij stiek op syn bokse in oare lûsjefer oan en hold dy bij de lapkes ferskronfele wite jiske, en - poef! - de keuken wie fol helder ljocht, sa skerp dat de spiegel boppe it oanrjocht in twadde ljocht waard.

'Hee,' seinen de jonges.

'Wat is dêr te rêden?' rôp Ada út har bêd wei. Alfred knypeage nei de bern, pakte it skerpe sûzjende ljocht op en droech it de sliepkeamer yn, mei de bern achter him oan.

'Oe heden,' rôp Ada, mei de hân foar de eagen. 'Is dit de einichste dei?'

'Ik tocht de boel hjir wat op te fleurjen.'

'In oaljelampe. Dy is toch net gefaarlik?'

'Nee, net ast foarsichtich bist.'

Ada seach der nei, ûnder har hân troch. 'Der sit ek noch in heak oan boppe-op, sjoch ik. Dat we kinne him oan de solder hingje.'

'Sa is it,' sei Alfred.

Ada rekke even syn hierrige pols oan. 'Wat attint fan dij, Alfred.' Free fûn de lampe ek moai. Dêr koenen je better bij lêze.

Dy hjerstmis moast Free twa oaren oppikke nei skoalle ta, earst Hankie Barth en letter Fredrika Engleking. Hankie Barth siet yn de earste klasse bij Albert en hoegde mar in lyts eintsje te rinnen nei it koetske ta. De earste pear kear naam Arlo Barth Hankie oan de hân mei nei de dyk ta. Hankie hie donkerbrún hier, eagen as in jong hûntsje, in sels wat brune hûd en folreade lippen. Syn mem, dêr't neffens syn heit in stekje

los oan wie, klaaide Hankie yn in pofbroek út it âlde lân. Hankie seach der net út. Alfred frege Free om Hankie op skoalle wat te beskermjen, dat de bern him net tefolle pleagje soenen. Hankie wie spoekbenaud foar iderien.

Fredrika moast in heel ein rinne oer har kronkeljende reed. Mar Fredrika hoegde net brocht te wurden. It wie in Engleking. Se hie twa sulverkleurige frissels en eagen as readboarstke-aaikes en in glânzige rôze hûd. Se hie meastal in read jurkje oan en se koe drave as in jong fôltsje.

Free, Everett, Albert, Hankie en Fredrika koenen de earste moanne goed opsjitte. Der foel gjin ferkeard wurd. Fredrika wie earst wat bazich tsjin Free, mar dy wist wol hoe't er har oanpakke moast. Hij stoarre har gewoan sa lang oan dat se nei ûnderen seach. Doe't se fernaam dat se Free net oankoe, besocht se it mei Everett. Mar dy seach har fansiden oan en dan oer har holle hinne nei links. Dat se besleat dat Everett te dom wie en net de muoite wurdich om de baas oer te spyljen. Dêrnei besocht se it mei Albert. Albert begûn stadich swart te sjen. Se wist net wat se oan moast mei swarte gesichten en besocht it op it lêst mei Hankie. Se sei de hele tiid tsjin him dat er syn noas snute moast. 'Hearemyntyd, do hoechst dyn snot net oeral oer mij hinne te drippen.' As ien har doe en op dat plak trouw hie, dan hie er in frou hân dy't noch slimmer wie as muoike Karen.

Free moast har lang om let te ferstean jaan dat se dêrmei ophâlde moast. 'Ast de baas spylje wolst oer ien dy't jonger is, doch dat dan mei ien fan jim katten thús.' Se stume de hele dei.

It waard in pear dagen kâld en Alfred joech Free trije bakstiennen om de fuotten waarm te hâlden. Free stiek de stiennen nachts yn de oven en krekt foar't se moarns fuortrieden, droech er se yn in jutesek bewuolle nei it koetske. Ien waarme stien wie foar de menner foare en de oare twa foar Everett en Albert achtern. As Hankie oan board kaam, deelde Albert syn stien mei him. Mar as se Fredrika oppikten, trape dy fuort Everett fan syn stien ôf en woe dy net mei him dele. Jonge, wie dy even bazich. Se wie noch slimmer as Alvina Horsberg destiids dêr op Rock, skoalle 3.

De freedse nei Thanksgiving wienen se frij. Har âlders wienen fan doel om bij beppe en pake Stanhorse lâns te gean, mei Everett en Jonathan. Ada wie noch altyd frijwat swak, mar se tocht dat se it wol folhâlde koe no't se sa'n alve myl tichter bij beppe wennen.

Ada belle muoike Engleking op en frege oft Free en Albert bij Fredrika boartsje koenen wylst sijsels fuort wienen. Muoike sei dat dat bêst wie. Dat Alfred brocht Free en Albert dêrhinne foardat se nei beppe gongen.

It blik in waarme dei te wêzen en muoike sei dat de bern bûten

boartsje moasten. Fredrika liet har earst in bargeskelet sjen dêr't noch in biggeskeletsje yn siet. Troch dat bargeskelet moast Free tinke oan doe't er mei syn mem dat plak besocht hie en hij bij de melkskuorre de barga sjoen hie dy't in oare baarch opfrietten. Dat wie doe't Fredrika har heit oan de hik stoarn wie. Free fiede him mislik wurden doe't er dêroan tocht.

Fredrika sei: 'Do sjochst derút as wat dêr't de kat mei thúskommen is.' Dêrnei naam se har mei nei de skuorre. Se besleaten om boer en boerinne te boartsjen. Se fûnen in âld biezem en fagen in lege stâl skjin as har wenkeamer. De hynstestâl wie har sliepkeamer en de krêbe har bêd. Se seinen tsjin Albert dat hij har arbeider wie en nachts yn de gastekeamer boppe sliepe moast, dat wol sizze de heasolder. Dy keamer wie wol heel grut, mar it wie it bêste dat se op dat stuit beskikber hienen.

Dêrnei sei Fredrika dat it sa'n moaie dei wie, dat se op it strân fan de rivier in famyljepicknick ha moasten. Arbeider Albert koe frij krije en mocht mei. Se krigen wat bôle en woarstkes mei fan muoike, en ek wat lúsjefer, en sprongen oer de stapstiennen de rivier oer nei it bettere strân. Dêr makken se in fjurke. De woarstkes smakken goed, hoewol't der sân yn de bôle waaide. Albert wie in aardichheid om te sjen, sa't er yn 'e hoksen siet en syn wylgetûkje mei syn woarstke yn it fjoer hold. 'In kat soe der om laitsje, sa komyk is dat,' sei Fredrika.

Doe't se harsels propsêd iten hienen, roste se har oer de mage. 'Ik ha sa'n nuver gefoel. Krekt as haw ik tefolle kattekrûd hân.' Se lake dom.

Free sei: 'Dan hast miskien allinne mar ferlet fan wat kattekwea.'

Fredrika tute de lippen, as tocht se fûl nei, as in frou. 'We ha no lang genôch troud west, dat de minsken sille net rabje as we ús baby njoggen moanne hjirnei krije.'

'Do bedoelst dat it tiid is om op bêd?'

'Ast wolst.'

'Jawol.'

Se goaiden sân oer it fjoer hinne, sa't se muoike beloofd hienen. Doe sprongen se oer de stapstiennen en draafden nei de skuorre. Albert folge har op syn stadige dikke poatsjes. Yn de skuorre joech Fredrika Albert opdracht om yn de grutte gastekeamer te sliepen. Doe bearde se dat se foar it op bêd gean nei it húske gong, en se sei tsjin Free om itselde te dwaan. Foar ien kear joech Free graach om sizzen. Fredrika klom earst yn har hynstekrêbebêd, en doe Free. De krêbe waard ûnderoan smeller en se leinen op wat âld muffich hea smûk nêstelkoar.

'Do hast in klute dêre,' sei Fredrika.

'Ja.'

'Sit dy dêr altyd?'

'Soms.'

‘No, dêr haw ik net ien.’

Free syn búk begûn oan te fielen as siet der in grouwe brims yn. Hij wist net wêr’t er syn hannen litte moast. Dy sieten him yn ’e wei, hoe’t er ek nêst har lei.

‘No, ik leau dat we no mar better mei it babymeitsjen begjinne kinne.’ Fredrika stiek de hannen ûnder de jurk en strûpte de ûnderbroek del. ‘Meitsje dij ek mar klear.’

Free helle syn ding derút en gong op har lizzen.

‘Net dêre, domkop. Dêr pisje ik út.’ Se treau him fan har ôf en rôle op har búk. ‘Do stoppest dyn sied yn myn achterste gatsje.’

Free frege him ôf oft er Fredrika fertelle soe wat Maynard Tollhouse him ris ferteld hie. Maynard hie sein dat er Fredrika en dy Jeannette Westing yn de kelder fan de skoalle in kear wat dwaan sjoen hie. Hij hie him dêr ferskûle en ynienen kamen Fredrika en Jeanette de trep deltripkjen, ek op syk nei in plak om har te ferskûljen. Se hienen alle kanten útsjoen, gjinien sjoen en doe, wis dat se allinne wienen, hienen se ynienen de earms om elkoar hinne slein en wienen se begûn mei de búk tsjinelkoar oan te stjitten. Dat Fredrika moast wol witte dat manlju har sie yn it naadsje foar stoppen. Hij sei: ‘De man stoppet it sie net yn it achterst, suffert.’

‘Jawol hear. Dat oare plak is te lyts foar in baby om út wei te kommen.’

Op ’e side lizzend, heinde Free in beweging op, boppe him. Hij seach omheech. Godskes. Dêr hong dy dikke Albert oer in dwersbalke op har del te sjen.

Fredrika rôle hinne en wer. ‘Wolst gjin baby meitsje?’

‘Kinst better omheech nei de himel sjen. Dêr sit ien nei ús te stoarjen.’

‘Do bedoelst dat God nei ús sjocht?’

‘Nee, ús arbeider.’

Fredrika loek yn in feech har broek omheech en draaide har mei in gisel om. Se stoarre omheech nei Albert. Se woe lilke wurde, mar begûn even letter te laitsjen. ‘O, ferhip, hij wit net iens wêr’t er nei sjocht.’

‘Hij hat myn ding sjoen en dyn bleate poepert.’

Fredrika seach even nei de gulf fan syn overal. ‘Man, wat waard dat ding fan dij fluch slop.’ Free loek syn kûnt werom en knoepe de gulf ticht. Fredrika lake wat yn harsels. ‘Do hast echt in lytsenien. Myn broers hawwe hele grutte.’

‘Hoe witsto dat no?’

‘As ik de aaien fandelje, sjoch ik tafallich wolris om de hoeke fan de skuorre as se stean te wetterjen.’

‘Ha jim dominostiennen yn ’e hûs?’

‘Wêrom dat no wer? Fansels.’

‘Lit ús dat even spylje.’

‘Goed dan. Mar yn ’e stoepe. Mem seit dat it te moai waar is om binnen te boartsjen.’

‘Kom mei, Albert,’ sei Free. ‘Kinst mar better meikomme, we kinne dij dêr net yn de gastekeamer lizze litte te sliepen.’

Free ❁ 36

De oare maityd hierde Alfred Dick Buwulf yn om him te helpen. Dick wie in fyftjinjierrige buorjunge dy’t in myl nei it noarden ta wenne. Dick hie in .22 Winchestergewear. As Dick fan syn heit syn pleats nei har tarûn, jage er soms op wyld yn de greiden tusken har yn.

Op in sneintejûn, doe’t Free de kij ophelle, seach er Dick oankommen mei syn gewear. Krekt doe’t dy bij it stikeltrie kaam, seach er wat. In prairiehazze. Dy sigesage stadich yn lange lykmjittige sprongen oer it beploege maislân fan it jier dêrfoar. Dick sakke op knibbels, lei oan en fjurre. De hazze sloech dûbel op it heechste punt fan syn folgjende sprong en sloech mei de noas tsjin de grûn. Dea.

Dick liet de huls derút falle, klom oer it stikeltried en rûn kalm nei de hazze ta. It wie in knaap. Free brocht de lêste kij fuort en wachte Dick op. ‘Chò, ik woe dat ik sa’n gewear hie.’

Dick lake rêstich as in dominy dy’t krekt bij in tsjerkepicknick in homerun presteard hie. ‘Do bist noch te jong foar in gewear.’ Hij slingere de hazze oer it skouder. Op de wite búk fan de hazze sieten ferskeidene drippen read bloed.

‘No, miskien mei ik fan heit earder ien ha.’

‘Fan jim heit miskien. Mar jim mem net.’

‘Is it lestich om in hazze te treffen as er draaft?’

‘Dêr stean ’k dij foar yn.’ Dick treau syn brune pet nei achteren, sadat der wat ljocht hier ûnderwei kaam. ‘Do moatst witte yn hokker rjochting oft er springe sil. En do moatst it gewear foar him rjochtsje, sadat er de kûgel tsjinkomt as er dêr is.’

‘Do bedoelst as in trein en in auto dy’t elkoar tagelyk treffe op de oergong?’

‘Sa sit it.’

Se folgen de kij nei hûs it kronkeljende paad lâns. It gers wie krekt teargrien wurden. Ien fan de kij seach de earste hynstebloom fan it jier, draaide de kop derhinne en snipte him. Free en Dick moasten om de nije kowepankoeken tinke. Free bewûndere it glânzjende blauwe .22-gewear.

‘Kinst mar better dyn sin net tefolle op sa’n gewear sette,’ warskôge

Dick him. Under melken koe Free it net litte syn heit te freegjen. Koe er ek op in dei sa'n gewear ha as Dick? As er wat grutter wie? Alfred molk syn ko út, gong oerein en liet de tuolle yn it strie falle. 'Ik soe sizze fan net.' Hij geat syn molke yn de grutte molkbus. 'Ien gewear hjir is moai genôch.'

'Ferhip,' sei Free. 'Ik soe toch heel graach op in dei in gewear hawwe. Tink ris oan al dat fleis dat ik thúsbringe koe. Sa't Dick fan 'e jûn die. Dy hazze smakket grif heel goed as jûnsiten.' Achter syn ko wei sei Alfred neat.

De oare jûns, doe't Free syn kerweikes ôf hie, gong er nei de bulte troep fan Gore achter de beammantel. Hij hope in pear tsjiltsjes te finen dêr't er in boartersguodauto fan meitsje koe. Krekt doe't er troch wat dea jakobskrúskrûd hinne wrotte, beweegde der wat grizichs. Hij stie stokstiif. In knyntsje, heal ferskûle ûnder in âlde rustige amer. Dy hie him kommen heard en him oprôle ta in lyts baltsje, yn 'e hope dat er him net ûntdekke soe. Hjir wie wat dat er sjitte koe foar mem har tafel. En hij koe Dick Buwulf sjen litte dat hij ek jeie koe. It knyntsje wie dan wol net sa grut as Dick syn hazze, mar it wie toch in knyn. Hoeden sloep Free achterút út it jakobskrúskrûd wei. Hij tocht der goed om dat it knyntsje sitten bleau.

Wat er dwaan moast, wie syn heit syn .410 te pakken. Op de ien of oare manier. Dy hong yn de oerdutsen stoepe. Free dikere dat út nei de westlike fjirtich. Syn heit en Dick wienen drok dwaande de mais te plantsjen, de iene plantsjend en de oare lûkend. Free seach dêrnei nei wêr't de bern wienen. Dy hienen it drok ûnder de beammen. Moai sa. It iennige probleem soe syn mem wêze. Bearend dat er allinne mar te melken soe, foar it gefal dat syn mem tafallich út it keukensrút kipe, kroaske Free nei it rak bij de hikke en pakte de melkamers. Doe bearde er dat er wat fergetten wie yn de stoepe en hij gong dêrhinne om it op te heljen.

Dêr hong it gewear oan syn spiker boppe de rjemmeskieder. De blauwe loop blonk fan de oalje. It readbrune hout glânzge. Free weage it derop. Hij naam it fan de heak en briek de .410 iepen en mike yn de loop. Leech. Dat wie wier ek. Syn heit bewarre de patroanen boppe op mem har kast. Hij klapte it gewear wer ticht en lei it op de molketafel ûnder it rût. Wer bearend dat er wat belangryks helje moast, foar it gefal dat syn mem nijsgjirrich wurde soe wêrom't er yn 'e hûs wie, sjokte er de keuken yn. Se wie begûn mei itensieden en dat begûn op de kachel krekt te dampen. Syn mem wie der net. Grif achter yn 'e hûs ergens. Moai sa. Hij kladdere fluch op in stoel. De doaze mei patroanen wie hast helendal fol. Der misten allinne twa reade patroanen. As er der noch ien bij weinaam, dan wie it maklik te sjen dat der trije misten. Dy

two lege plakken seagen der al út as two missende foartosken. Hij tocht sa fûl nei dat er begûn te switten. Hij betocht dat er noch in stoer hie, boppe ûnder it bêd weistoppe. Dêr dellein foar in needgefal. No, dit wie sa'n needgefal. Moarntemiddei gong er dan wol nei de izerwinkel fan Highmire om ien patroan te keapjen, en sa gau't er de kâns krige, soe er dy op it plak stoppe fan de patroan dy't er der no úthelje soe. Hij pakte in patroan út it midden fan it kistke. Dy stoppe er yn syn bûse, sleat it kistke, lei dat wer teplak, en klom sûnder lûd fan de stoel. Hij sloep wer nei de stoepe, pakte it gewear en draafde hastich nei de bulte troep.

Hij briek de .410 wer iepen en skode de patroan deryn. It koperen part fan de patroan glânzge mear as it slachhuodsje. Bij it foarsichtich sluten fan it gewear klonk der in klik. Hij droech it gewear mei de loop fier foar syn fuotten rjochte. Hij begûn him as in jager te fielen en mijde mei soarch de tûkjes. Hij socht wer it paad troch it hege jakobskrúskrûd, en soarge der goed foar om itselde paad te kiezen. It waard hurd skimerich en hij hie der wol oan om it knyntsje ûnder syn amerhúske te finen. Mar op it lêst, doe't er foaroerbûgde, seach er him. Hij hie him wer kommen heard en himsels opnij ynkrompen ta in sa lyts mooglik baltsje. Hij like wat te triljen. Free lei it gewear oan it skouder, rjochte mei de kerrel oan 'e ein fan de loop yn de V ticht bij syn noas, en loek oan de trekker. Der barde neat. Sels gjin klik.

Hij liet it gewear sakje en beseach it. Doe lake er. Hij wie fergetten it te spannen. Hij treau it hammerke achterút. Rjochte wer. De kerrel trille earst op de kop fan it knyntsje, doe op syn dûnzich sturtsje, doe wer op syn kopke. Doe't er him presys op it hart rjochte hie, helle er de trekker oer.

Bam. De achterein fan de .410 joech him in hurde klap tsjin syn wangbonke. Hij seach oer it lân hinne nei de westlike fjirtich. Syn heit en Dick wienen noch altyd oan it hinne-en-werjen op it lân. Se hienen it gewear net ôfgean heard. Moai sa.

It gewearskot hie it knyntsje helendal oer de kop raamd. Free sette syn gewear del en sakke op knibbels nêst it knyntsje del. Der rûn op wol tsien plakken bloed út syn grize facht. Ut it binnenst kaam in swiete rook. Ien fan de achterpoatsjes skokte in pear kear. Doe, dea.

Hij tilde him bij de earen omheech. Hij wie net earlik sa swier as de hazze fan Dick. Mar it soe toch in skoander miel wêze. Doe betocht er dat er him net oan syn mem jaan koe om him klear te meitsjen. Dan soe er útlizze moatte hoe't er der oankommen wie. Hij soe, om mar wat te sizzen, fol hagel sitte, dat dan koe er net sizze dat er him mei in katterpûl deamakke hie. Stom dat er dêr net earder oan tocht hie. Ferdoarje. Dat wie echt stom.

Stadich lei er it knyntsje wer del yn syn nestke fan blêden ûnder de

âlde rustige amer. Wylst er dat die, gong ien fan de knine-eachjes even iepen; doe, as in knypeachje, wer ticht. It knyntsje fertelde him dat er him om 'e nocht deamakke hie. Dat knyntsje hie him neat dien. Hij hie him allinne mar mei syn eigen saken bemuoid, en luzernegers fretten, doe't as bij tongerslach syn lyfke fol hagel rekke. Free begûn him mislik te fielen. Hij breek de .410 iepen en de lege huls sprong derút. Der hong in fleuchje krûdlucht. Hij seach yn de loop. Dy wie bespikkele mei kerreltsjes krûd en smoargens. Hij koe dy mar better skjinmeitsje, want oars soe syn heit útfine dat ien dermei sketten hie. Hij gong werom nei it arkskuorke en fûn dêr in eintsje kramtried en in lapke jute en dêrmei fage er de loop skjin. Hij wurke deroan oant de binnenkant fan de loop glom. Tsjin de tiid dat er it gewear weromheakke hie oan de spiker boppe de rjemmeskieder, stie er te triljen. Mar it slagge him om it feilich werom te bringen. Syn mem noch ien fan de bern hie him sjoen. It iennige wat er no noch dwaan moast, wie in patroan fan Highmire te keapjen en dat wer yn it kistke op de kast te stopjen en dan soe gjinien it witte.

Hij koe dy nachts suver net sliepe. Yn syn droom seach er hieltyd wer in knyntsje mei ien each nei him knypeagjen en dan, flop, deagean. Dat each waard stadichoan bij elke droom grutter en woester en spotsker, oant it in nachtmerje waard, en hij in smoarde gjalp joech. Ien kear moast Dick, syn nije bêdgenoat, him dêrút wekker skodzje, sa djip en stiif lei er yn dy nachtmerje betize.

Dy moarns waard er helendal ôfmêde wekker. Dat soe in drege dei wurde. Hij soe dat keunstke presys goed útfiere moatte, want oars wie er de klos.

It wie in prachtige moarn, de hele wei nei skoalle ta. De stêd Bonnie lei as in rôze kandijkastiel op de fiere dizige skeante. De belle fan acht oere fan de middelbere skoalle klonk sa moai as de slaggen fan in pendule.

It gong yn skoalle de hele moarn dat it slydjage. De juffrou frege him neat. De hele tiid brânde de stoer foar it needgefal him yn 'e bûse. De middeis, yn it skoft, smiet er Tip syn hânfol maiskolven ta en dêrnei haaste er him de stêd yn.

Hij draafde pake Alfredson syn âlde hûs foarbij, en it hûs fan Shatswell, en as lêste it kafee op de hoeke. Oare kant de strjitte, achter de fontein op de hoeke, stie de izerwinkel fan Highmire. Dy stie yn de winkel. Free hie bang west dat er tusken de middei ticht wêze soe. Free fûn de ôfdeling gewearen healwei de oastlike muorre. Sa'n tsien jachtgewearen stienen te glimmen yn it gewearerek. Dêrûnder stienen kistkes mei patroanen. Der hongen ferskillende oaljeluchtsjes, fan de flier, de gewearen, it ark.

‘Highmire?’

‘Ja.’ Highmire hong tsjin in blinkend nij swart fornús oan. It wie in grouwe man yn in brún boesgroen en broek. Hij hie in fan natuere grimmitich bekje, mei delhingjende mûlshoeken. Syn eagen wienen blau. Syn omke wie dy âlderling mei al dy ûngetroude dochters.

‘Hoefolle kostet ien patroan?’ Free hie de hân yn ‘e bûse mei de stoer foar needgefallen. Dy fielde wiet oan. ‘In .410.’

‘Ien patroan?’

‘Ja.’ Highmire rûn nei de toanbank fan de gewearêfdeling. ‘Wat moatsto mei ien patroan, jonkje?’

‘No, sjo’ jo, eh,’ Free koe him net oansjen. ‘Heit wol sjen oft syn .410 it noch docht, foardat er him fuortsmyt. Dat hij hat mij frege ien patroan te keapjen om dat te testen. It hat gjin sin in heel kistke patroanen te keapjen.’

‘Ik kin dij net ien inkelde patroan ferkeapje. As ik ien út in kistke helje soe, soe ik it as in brûkt kistke ferkeapje moatte, en der jild op ferlieze.’

‘O.’

Highmire kwitste in fliberige kokynje yn de kwispeldoar bij syn fuotten.

‘Do seist dat jim heit mar ferlet fan ien patroan hat? Om te sjen oft syn .410 it noch docht? Foardat er him fuortsmyt?’

Free koe der net oer út hoe maklik oft er lige koe. Leugens kamen yn syn holle op as mûzen op in flierring. En de manier wêrop’t Highmire him oanseach mei dy ticht bijelkoar steande eagen fan him, betsjutte dat er gjin wurd leaude fan wat er sein hie. It bêste dat er dwaan koe, wie sa gau mooglik útnaaie. Free begûn achterút nei de doar te rinnen.

‘No, jonkje?’

Free taaste achter him oant er de doarkruk fûn. Hij besocht om net senuwachtich te lykjen. ‘Ik tink dat ik no mar better fuortgean kin, Highmire. Ik ha net folle tiid yn it middeisskoft.’ En him omdraaiend ûntsnapte er. Pffff.

Mar it slimste wie, hij hie dat patroan net. Hij wie krekt wer bij skoalle werom doe’t de belle klonk.

Hij wie noch gjin minút op it hiem werom, doe wist er dat de oaren it ek al wisten. Dat wie te sjen oan de manier wêrop’t syn mem de wask oan de line achterhûs ophong. Hij skeat yn syn hiemklean en die syn karweikes ekstra sekuer. Hij wie bang dat er op bêd moatte soe sûnder iten. It ferbaasde him net doe’t syn heit him krekt foar melken yn ‘e hûs rôp. It wie syn heit syn favorite tiid foar in bakje kofje.

‘No jong, wat wie dat foar ferhaal oer in ekstra patroan foar myn

gewear dat ik fuortsmite soe?' Dy smoarge Highmire. Dy hie syn heit opbelle en it him ferteld. Free prebearre lilke te sjen, mar syn wangen woenen net meiwurkje.

Alfred liet de fuotten op de flier falle. 'No?'

Free skatte de toan yn fan syn heit syn stim. Dy klonk net al te lilke. Hij skatte ek yn hoe't syn mem seach. Dy like ek net al te lilke. Hij besleat it te riskearjen en fertelde syn heit de hele wierheid.

Alfred loarke oan syn kofje. 'Wêrom hast mij net ferteld watst fûnst fan Dick en syn gewear? Dan hie ik him dat thús lizze litten.'

'Dat doarst ik net.'

'En boppedat, jonge, do sjitst noait sa op in stilsittend beest. Dat is net earlik. Do joust it altyd in kâns om út te naaien.' Free wist dat er noait ferjitte soe hoe't dat earne knyntsje mei syn each knippere doe't er al dea wie.

'En tenei praatst earst mei mij foardatst dij yn 'e problemen wurkest.'

'Ja heit.' Letter prottele Free yn himsels dat er net ynseach wat kwea it no koe dat er sels in soarte fan gewearke hie. Ferdoarje. Syn mem heinde dat op.

'Harkje ris, jonge. Do kinst no better dyn segeningen telle, no't it kin. Doe't Highmire dat oer de telefoan fertelde fan 'e middei, woe heit opslach nei de stêd ride om dij ris foar de hele skoalle goed om te seamjen.' Se liet in djippe sucht. 'Ja, fan 'e middei wist ik earlik sein net wa't ik no rêde moast; dij fan 'e dea of jim heit fan 'e hel.'

Chò.

'Jonkje, jonkje, wat moatte we mei dij oan? We stopje ien gat en do krûpst út in oarenien.' Free skamme him dea. Al gau kaam syn mem op him ta en streake him it hier út de eagen.

'Jonkje, jonkje.'

Free * 37

Allie Westing, dy't mei Hattie Haber oer de telefoan stie te kletsen, liet falle dat se fûn dat in sekere dame út de buert, Matilda fan omke John, in frijwat sleauwe húshâldster wie. 'Sels Ada fan Alfred fynt dat.' De Habers hienen in mienskiplike telefoanferbining mei sân oaren en ien dêrfan wie omke John. Tafallich hie Matilda it Haberbeltsje opheind, trije kear koart, en se hie har stofdoek dellein en meiharke.

Dêrtroch rekken de poppen oan it dûnsjen. Muoike Matilda tsjinne omke John dy middeis oanbrânde jirpels op, beselskippe troch in ferskroeiende opmerking wat in hekse syn suster Ada wol net wie.

'Dy suster fan dij fertelt leugens oer mij. Se hie it lef dyn nicht Allie

Westing te sizzen dat dyn frou, jawol, de Matilda Westraw dêrst mei troud bist, in frijwat sleauwe húshâldster is. Wylst dyn suster Ada sels, grutsk en idel as se is, mei har grutte fuotten, sels ek frijwat sleau is. En wa is sij dan wol net, dy stomme suster fan dij, dy't mei dy sokses fan in Alfred troud is, in fint dy't net iens lêze of skriuwe kin? Wa is sij dat se de holle op snein sa heech hâldt? Wylst de wierheid is dat ik mij ferlege ha doe't ik mei dij, omstipper datst bist, troude?

‘Omstipper?’

‘Bin ik dan in frijwat sleauwe húshâldster?’

‘As ik maityds altyd it earst te fjilde bin?’ raasde omke John werom.

‘En de earste dy't simmers mei it ploegjen klear is?’

‘Ik frege dij: bin ik in frijwat sleauwe húshâldster?’

‘Nee, dat bist net. En ik sil dêr fuort wat oan dwaan.’ Hij sprong oerein bij syn oanbrânde jirpels wei en belle mei Ada, twa koart en ien lang.

Alfred en Ada sieten krekt oan it middeismiel, doe't de telefoan oan de muorre achter Alfred oergong. ‘Kinst better even hearre wa't dat is,’ sei Ada.

‘Ja.’ Alfred rikte achter him en griep de hoarn fan de heak. ‘Hallo?’ Hij harke even en seach Ada oan. ‘It is foar dij. Dyn broer John, en hij is ergens lilc om.’

Ada gong mei in ferbaasde blik oerein en naam de hoarn oan. ‘Ja John?’ Se harke ek even. ‘Wat?’ Se harke wer even en krige stadich in kleur. ‘John, dat is net wier!’ Se harke fierder en waard bleek. ‘John, ik leau net dat we dit oer de telefoan beprate moatte. Ik hearde niis twa hoarnen fan de heak nimmen.’ Se harke wer even. ‘John, Alfred is net in sokses, en ik ha soks helendal net oer Matilda sein. Der moat ergens in fersin west hawwe.’

Alfred skeat helendal rjochttop. ‘Wa seit dat ik in sokses bin? Dy opblaasde John fan dy triljende Englekings, godsamme?’

Ada waard lykbleek. ‘John, dat is net wier.’ John begûn oan syn ein fan de line sa heislik lûd te praten dat Ada de hoarn wat fan har ear ôfhâlde moast en doe koe iderien yn de keuken him hearre.

‘Seisto dat ik liich, Ada?’

Alfred gong stean. ‘No ha ’k myn nocht.’ Mei wisse hân pakte er de hoarn fan Ada ôf en hong him mei in skerpe klik op oan de heak. ‘It is ferkeard om ûnder iten te tsieren.’ Mei in nuvere laits op syn gesicht treau er Ada achterút en op har stoel del.

‘No, ik krij sa gjin hap mear troch de kiel, hear,’ sei Ada.

Alfred gong sels ek sitten. ‘No, ik wol,’ en kalmwei krige er syn mes en foarke wer op en begûn wer te iten.

De bern sieten mei grutte eagen te stoarjen. Omke John lilk op heit en mem? Sij koenen ek net ite. As de grutte minsken rúzje begûnen te meitsjen, dan stie de hele wrâld op it punt om te fergean. Der buorrele in frjemd laitsjen op út Ada. ‘Even, doe’t John dêr sa stie te âljen tsjin mij oer de telefoan, en do achter mij ûntploftest, moast ik oan David tinke, as er seit: “It is rûnom fijannen om mij hinne”.’

‘Dat komt fan dy telefoan,’ sei Alfred. ‘Dat wie in grut fersin doe’t dat ding útfûn waard. Dy telefoan is in prachtútfining foar rabbelskûten.’

‘Ik freegje mij no ôf wa’t dat allegear yn gong setten hat,’ sei Ada tsjin harsels.

‘No, lit ús dêr nei myn knipperke mar fierder oer prate,’ sei Alfred. ‘Boppedat, lytse potsjes.’

‘Ja, hast gelyk.’ Mar dy telefoan siet Ada de hele middei dwers en op ’t lêst, nei’t se de lunsj foar Alfred klearmakke hie, belle se Matilda op om te freegjen wêr’t se dy rabberij heard hie. Free stie yn de stoepe wat piktrie te sykjen foar har honkbalbal en hearde Ada har kant fan it ferhaal.

‘Matilda, as watsto heard hast liket op wat John mij oer de telefoan ferteld hat, dan ûntken ik dat. En as ik ergens oars mis yn west ha, dan freegje ik dij om mij dat te ferjaan. Do leaust earder yn healwize rabberij? ... Matilda, ik kin dat hast net leauwe. Nee, ik neam dij gjin liger. Der moat allinne in misferstân west hawwe. ... Wat? John? Bist no al thús fan ’t lân? ... John, ik mei der net oer datst Matilda en mij ûnderbrekst. We besochten krekt om in pear rimpels tusken ús glêd te striken ... Ja, ik fyn ek dat it miskien ferkeard wie om dat oer de telefoan te dwaan, mar ik hie gjin rêst oant ... Ochh!’ Se skodde de hoarn hinne en wer. ‘John? John?’ Se harke. ‘Oe heden, hij hat ophongen.’ Se hong sels ek op.

Dy jûns frege Ada nei iten oan Free om út de Brief fan de Apostel Paulus oan de Efeziërs te lêzen, haadstik fjouwer, yn pleats fan út har wenstige plak yn de Bibel. Free lies flot, al wie er op syn iepenst foar it fers dêr’t it syn mem om te rêden wêze koe. Op likernôch twatredde seach er it.

‘Dêrom, fuort mei de leagen en lit elk de wierheid sprekke tsjin syn neiste, want wij hearre bijinoar as leden fan ien lichem. As jimme lilk wurde, pas der dan foar op dat jimme jim net besûndigje. Gean net mei de lilke holle de nacht yn ... meitsje in ein oan alle bitterens, opljeppenens, lilkens, razen en flokken, yn it koart oan alle ferkeardens. Wês leaver freonlik en barmhertich foar inoar. Ferjou elkoar sa’t God jimme ferjûn hat troch Kristus.’ Free stoppe even.

Ada seach him oan. ‘No jonge, wêrom tinksto dat ik dij frege haw om út de Efeziërs te lêzen?’

‘Fers 26. Gean net mei de lilke holle de nacht yn.’

‘Presys.’ Se draaide har om nei Alfred. ‘Alfred, fuort nei it gebed geane we nei John ta om dit foar de nacht út ’e wei te krijen.’

Alfred wie wurch, en hie der gjin sin oan, mar joech lang om let ta. ‘Mar de bern hoege toch net mei, wol?’

‘Fansels al,’ sei Ada, ‘ik wol dat se dit ek meimeitsje.’

Se loeken net har bêste klean oan, allinne mar in skjinne overal. Ada die in skjinne skelk foar. Doe stapt se yn de Buick en rieden fuort. Der soe wat earnstichs plakfine. Doe’t se op it hiem fan omke John de fearbeammen foarbijrieden, rûn dy krekt it griene gers oer mei in amerfol dreagemolke. Syn jonge Alfie wie bij him. Alfie wie fiif jier jonger as Free en noch net folle wurdich om mei te boartsjen. Omke John stie ynienen stokstiif en stoarre har oan, en seach heel lilk. Der blonk in bûchtange yn syn bûse. Alfred stoppe op it paad foare. Ada stapte út oan har kant en rûn op him ta. Se stiek de hân út nei omke John. Dy sette de amer dreagemolke del en hold de hân omheech, mei de palm nei har ta. ‘Ada, bliuw dêr mar stean, ast tinkst datst dit glêdstrike kinst mei dyn fromme praatsjes.’

Ada rûn troch, him noch altyd de hân leafdefol tastekkend. Der klonk geroft achter har, en omke John seach bij har lâns. Muoike Matilda wie yn de stoepe stean gien om te harkjen nei wat der sein wurde soe. Ada stie stil. Mar se glimke noch altyd. ‘John, we binne hjir jûn kommen nei Efeziërs 4, fers 26, lêzen te hawwen.’

‘Begjin mij no net mei bibelteksten om de earen te slaan,’ sei John, ‘dat makket mij allinne mar lilker.’

‘Yn oanwêzichheid fan ús lytse bern, John?’

Alfred wie ek útstapt. ‘John, pas op watst seiste.’

Omke John stoarre Alfred even oan. ‘As dit net in gefal is dêr’t it houlik belangriker is as famylje, dan wit ik it net.’

‘Mar mear noch,’ sei Ada, ‘soe it in gefal wêze moatte dêr’t Gods leafde it belangrykst is.’ Se stie o sa stil op it griene gers op it midden fan it hiem. De nije bledsjes oan alle beammen yn de beammantel hongen stil te glânzjen. Omke John prakkesearre nei oer Ada har opmerking. De âlde stienpûst oan de sydkant fan syn nekke wie read oanrûn. Syn jonkje Alfie hong oan syn hân. Free siet deastil yn de auto. Miskien soe de ierde him echt mei ien fûle klap iepenje en de loft delfalle.

Albert hie syn nocht fan it wachtsjen op permisje om mei syn neefke Alfie te boartsjen. Hij die de doar oan syn kant iepen en draafde op Alfie en omke John ta. ‘Heu.’

‘Heu,’ sei Alfie en begûn te laitsjen. Doe seach Alfie omheech nei syn heit, oft dat wol mocht.

‘Hee do!’ raasde Alfred nei Albert. ‘Yn de auto, do!’ Albert stie ynienen stil.

Omke John syn stienpûst waard noch reader. ‘Ik ûnderstel dat it jonkje fan in heit dy’t lêze noch skriuwe kin, te goed is om mei myn jonkje te boartsjen?’

Alfred die twa stappen rjochting John. Free tocht: ‘No komt it. It ein fan de wrâld.’

Ada stiek beide hannen út nei omke John. ‘Tink oan ús heit.’ John seach bij Ada lâns nei dêr’t muoike Matilda yn ’e stoepe stie.

Alfie seach noch altyd nei Albert. Hij mocht Albert graach lije. Ynienen koe er it net langer stilhâlde. ‘Hee, heit hat mij in kealtsje jûn om grut te bringen. Helendal myn eigen. Wolst mij helpe om him dreagemolke te boarnen?’

‘Ja, graach.’ Albert draafde wer nei Alfie ta. Alfred en omke John seagen hoe’t de twa jonkjes op elkoar tarûnen. Se laken elkoar breed en fôl wille ta.

‘En fansels,’ sei Alfie, ‘as it kealtsje deagiet, dan is it myn eigen skuld, omdat ik net goed op him past ha.’

‘Is it echt in lyts kealtsje?’

‘Ja. Sa grut ûngefear. En hij mei graach sobje, jong. Ast net oppast, dan sobbet er dyn broek gewoan fan ’e kûnt, mei galgen en al.’

‘Us pake hie in kealtsje dat gewoan griene dollarbiljetten út syn bûse slikke.’

‘Ja, se slikje oan alles dat útsteekt. Je doare bij har yn ’e buert echt net te pisen.’

Albert sei: ‘Dan wisten se gau genôch dat it gjin molke wie.’

‘Ja, jakkes, tink ik ek.’

Ada seach earst as soe se de jonkjes bekibje om har smoarge boerehiempraat. Mar doe, mei de holle omleech, en har gesicht ferbergjend, barste se yn laitsjen út en liet de hannen lâns har side falle. Omke John moast doe ek wol laitsje. En Alfred begûn ek wat te glimkjen. Muoike Matilda rûn om de Buick hinne. ‘Ja, út de mûle fan lytsen en tatebern hawwe Jo lof taret.’

Ada seach ferbaasd. Muoike Matilda sei: ‘Ja, ik ken myn Bibel ek, hear. Dat stiet yn psalm 8, fers 3.’

Albert sei: ‘Kom op.’ Hij griep it hânsel fan de amer mei dreagemolke.

‘Okee.’ Alfie holp him de amer op te tillen. Mei har twaen sjokten se fuort, tegearre de amer tusken har yn sjouwend, de skouders oan de binnenkant nei ûnderen sakjend, de earms oan de bûtenkant omheech.

Omke John sei: ‘Ik leau dat we no mar better de boel ôftútsje kinne en it wer goedmeitsje.’ Hij bûgde foaroer om ûnder de beammen troch te sjen. ‘Ik sjoch dat we dat noch dwaan kinne krekt foardat de sinne de kym rekket, Efeziërs 4, fers 27.’

God stelde de Alfredsons de oare simmer wol foargoed op de proef. Yn it earste plak gong de Northwest Harness Company, dêr't se sânhûndert fyftich dollar yn ynvesteard hienen, fallyt. Dêrnei brânde de Lakewood Grocery Store helendal op, en dêr gong nochris itselde bedrach dat se ynvesteard hienen yn riik op. Alfred en Ada hienen earst tocht dy fyftjinhûndert dollar te brûken as kontante betelling foar de pleats, mar se wienen yn pleats dêrfan bepraat om dat yn dy beide bedriuwen te ynvestearen, dêr't se neffens sizzen har jild yn in jier ferdûbelje koenen. No wie har droom om op in dei har eigen pleats te besitten, ferflein.

Om har ferskillende skulden yn de stêd te beteljen, moast Alfred syn oanpart yn it betonnen hûs fan pake Alfredson yn de stêd ferkeapje. Dat dêrmei ferfleach ek har kâns om op har âlde dei in hûs yn 'e stêd te besitten.

As wie it om har yn te piperjen hoe'n ôfgriis Er fan spekulaaasje hie, besocht de Heare God de hele july- en augustusmoanne it lân mei in ferskroeiende droechte. De hjouwer brocht mar amper tsien bushel op per acre en de mais foarme net ienris kolven. En doe, noch slimmer, kaam de Depresje fan 1922, midden yn dy ferskriklike droechte. Gjinen hie jild om spul fan te keapjen. Wylst it lân droeger en droeger waard en it opwaaierend stof hieltyd mear jiske-achtich griis waard, waarden de tearen om Alfred syn eagen djipper en syn hier witer.

Soms sei Alfred bittere dingen. De deis dat de wetterbak droech kaam te stean, murk er op dat se no allegear yn in kopke kwitse moasten, as se wat drinke woenen. Doe't de hier foar it greid- en healân betelle wurde moast, sei Alfred tsjin Ada dat se de lânhearre mar better in brief skriuwe koenen om te sizzen dat se it jild net hienen om him te beteljen. 'Sels gjin reade sint.'

In stikmannich dagen letter skreau lânhearre Horace Hamilton om te sizzen dat er de oare wyks mei de auto foar saken út Cedar Rapids komme soe en lânskomme woe om mei har oer de ekstreme droechte te praten. Hij wie der wis fan, sa skreau er, dat se wat regelje koenen. De brief wie typt op kantoarpapier en seach der belangryk út. Dêrtroch fielden Alfred en Ada har wat better. It soe goed wêze om persoanlik mei him te praten. Alfred sei dat hij noch wist dat Horace as lytse jonge beleefd en netsjes wie en altyd de kop yn ien of oar boek hie. Karen, dy't bij de Hamiltons wenne hie, prate oer him as it foarbyld fan in echt lyts hearke. Der waaide in stoffige wyn út it súdwesten op de dei dat Hamilton op it hiem oankaam.

Ada seach troch it stoeperút syn stoffige auto oankommen. Se makke in finger wiet en striek it hier te plak, en sloech fluch in skjinne skelk

om. Se wachte even bij de miggedoar om earst even te sjen wat soarte man it wie. Horace Hamilton stapte út de auto en stie even kalm om him hinne te sjen nei it wite hûs, de reade skuorre en de maisdroegers en de nôtskuorre, de krekt opskildere wite garaazje, it hele kreas oprêden hiem. Hij like tefreden mei wat er seach. Krekt doe kaam Alfred de skuorre út.

De twa manlju kamen opelkoar ôf en fûstken. Ada stapte út de miggedoar. ‘Goeie.’ Horace Hamilton draaide him om en seach Ada rjocht oan, mei brune eagen dy’t har hifken. Om syn folle lippen lei in kalm glimke. ‘Goeie, frou Alfredson.’ Hij rûn op har ta. Syn wanten wienen útlutsen en hij stiek har in stedshân ta. ‘Goed dat ik jo lang om let tref.’ Syn manieren wienen ôfmetten, as wie er earder rjochter as advokaat.

Ada gong faak op it gefoel ôf. Se mocht him wol lije. ‘Ja, Hamilton, goed om jo persoanlik te moetsjen.’ Horace Hamilton wie net earlik sa lang as Alfred, mar hij wie breedskouderich en stevich fan postuer. Syn fleizige kaken en rôze wangen lieten fermoedzje dat er letter wolris in swierlivich man wurde koe. Hij droech in djoer pak, glimmende swarte skuon, in wyt boesgroen mei in reade strik, in blinkende goudene strikspjelde en mansjetknopen. Hij lake breedút en toande sa ferskeidene gouden toskken. ‘Ik soe graach wolle dat jim mij gewoan Horace neamden.’

‘Sa’t jo wolle.’

‘Jo suster Karen hat mij ek altyd Horace neamd.’

‘Ja, dat leau ik ek,’ sei Alfred. Horace beseach alles nochris in kear sekuer. In swevend laachje stof fersachte de kleuren fan de gebouwen.

‘Ik moat jim in komplimentsje jaan. It sjocht der hjir poerbêst út, nettsjinsteande de droechte. In hele ferbettering neffens wat it foarhinne wie.’

‘No ja, we ha ús bêst dien,’ sei Alfred.

De bern yn de skuorre ûntdieken dat der in frjemde auto op it hiem stie. Se kamen mei har allen nei bûten. ‘Is dit ek besite foar ús, mem?’

Ada moast laitsje. ‘Nee, ditkear net. Dit is allinne foar de grutte minsken.’

‘O, ferhip.’

Alfred wiisde mei in finger. ‘De skuorre wer yn, jimme.’

Ada foege dêroan ta: ‘We roppe jim wol as it iterstiid is. Wêr is Free?’

‘Op de heasolder. Sit te lêzen, lykas altyd.’

‘Goed.’

De trije bern stoarren Horace oan as kaam er fan in oare planeet. Ada skodholle nei har. ‘Ha jim net leard dat it ûnfatsoenlik is om

frjemden sa oan te gapjen? Hup. Fuort jimme.’ Doe sei se tsjin Horace: ‘Us âldste sit altyd mei de kop yn in boek as er de kâns krijt. Hij moat in boek meipikt hawwe.’

‘O,’ sei Horace, en loek de winkbrauwen omheech, ‘in goed teken, dat.’

‘Fine jo?’ sei Alfred.

‘Ja, o sa,’ knikte Horace.

‘Mar sa wurdt it gjin goede boer, toch?’

Horace lake. ‘Alfred, do hast noch trije soannen, toch, dy’t wol boer wurde kinne?’

‘Dat is sa.’

Ada sloech de earms fan nocht oerinoar. ‘Kinst bliuwe te iten? We ite hjir op it plattelân ús bêste miel middeis, witste.’

‘Graach. Eigenlik,’ sei Horace glimkjend, ‘rekkene ik der al wat op. Der giet neat boppe in goed plattelânsmiel.’

Wylst Alfred Horace it lân sjen liet, haaste Ada har om dat skoandere plattelânsmiel klear te meitsjen. Se besleat om dat net al te spesjaal te meitsjen, want dat soe allinne mar opskepperich lykje. Se soe har bêste sulver foar it ljocht helje, mar fierder soe er ite moatte wat se meastal middeis ieten: jirpels, woarst, koal, beantsjes, rys, perzik út blik, en kofje.

It wie tolve oere doe’t se allegear tagelyk yn ’e hûs kamen. Alfred en Horace, en Free en syn jongere broerkes. De bern holden har de hele tiid as ingeltsjes en ieten foarbyldich. Se griemden net ienkear op it tafelkleed.

Horace like ûndertusken it iten lekker te finen. Hij frege foar hast alles in twadde poarsje. It die Ada ek deugd om te sjen dat Horace in kalm respekt toande foar har foarm fan godstsjinstoefening oan tafel. Hij harke oandachtich ta doe’t Free bibellies. En bûgde de holle doe’t Alfred de segen ôfsmeke en ek doe’t er syn tank útsprik. Syn goedkarrend glimke wie presys sa’t it hearde doe’t de bern har gebedsjes seinen. Foar in advokaat út de stêd, dy’t miskien synys wie, wie syn hâlden en dragen earsteklas.

Nei iten gongen de trije lytsten werom nei de skuorre om te boartsjen. Free frege oft er asjeblyft bliuwe mocht en yn pleats dêrfan yn ’e hûs sitte mocht te lêzen. Der kaam dêr stof op de bledsiden, sei er, en hij siet dêr te huverjen. Alfred sei dat er bij Hamilton en himsels yn de wenkeamer sitte koe, mits er him stilhold, omdat je bern sjen moasten, mar net hearre.

Doe’t Ada de wenkeamer ynkaam om har bij de manlju te foegjen, sieten se te praten oer de minne tiden foar de ieuwikseling. Horace siet yn har moaiste stoel, in swartlearen Morris bij it erkerrút, en Alfred op

in stoel mei in houten bekling nêst de triljende fenushier. Free lei op in kleedsje Tom Sawyer te lêzen. Har bêste klee, it brún-goudene mei de sliepende liuw, lei yn it midden fan de keamer.

Horace fertelde oer de tiid dat in sprinkhoannepleach sa slim west hie, dat dy griene duveltsjes de griene sipels gewoan yn de grûn op opfretten hienen, en kreaze rûne gatsjes achterlitten hienen, wylst de papierachtige bûten skyl fan de sipel de bûtenkant noch beklaaide.

‘No,’ sei Alfred, ‘dat is ús teminsten noch besparre bleaun.’

‘Hienen jim ek noch wat bou?’ frege Horace oan Ada.

‘Allinne mar wat jonge radys en slaad.’ Ada liet harsels yn har favorite skommelstoel sakje en skommele wat. Ien fan de ljochte iken rûnhouten kreake as in tefreden imerke. ‘Mar ús blommen binne min of mear fertutearzge.’

‘We ha dizze simmer sels in pear beammen yn de beammantel ferlern,’ sei Alfred. ‘Feitlik hat it grutste part fan de beammantel op de hûn wachte.’ Horace lake wat droechwei. En Ada ek.

‘Ik sil dij sizze,’ gong Alfred troch, ‘en dat sis ik net om de hier omleech te krijen, mar it is in feit dat ús weintsjillen dizze simmer sa rattelen, dat ik twa kear de speaken opnij sette en yn de wetterbak smite moast.’ Horace skodholle meifielend.

‘Sjoch.’ Alfred striek mei de finger oer it finsterbank fan de erker. Dy kaam ûnder in dikke feech griis stof te sitten. ‘Sjochst dit? En ik haw Ada fan ’e moarn dit finsterbank noch ôfstoffen sjoen. Safolle is der sûnt al wer yn ’e hûs wiske.’ Hij kromp even yninoar doe’t er it kerrelige stof tusken de fingers wreau. ‘It komt oeral yn en tusken, sels yn de molke.’

Horace hold syn wite fingerneilen omheech om se te besjen. ‘We moatte it bêste der mar fan hoopje.’

‘Hoop helpt net safolle,’ sei Alfred.

‘De Heare sil syn reden der wol foar hawwe,’ sei Ada. ‘Undertusken moatte we allegear bidde. En derop fertrouwe dat Er ús op in stuit der wol trochhelpe sil.’

Alfred moast dêrbij even grimmitich laitsje. ‘Fertrouwen hawwe we. Ada teminsten.’ Hij lake wer even. ‘Twa wike lyn hold ús dominy in spesjale gebedstsjinst om foar reinwetter te bidden. Foar ien kear wie iderien der. Gjinien woe it misse as der wat reinwetter falle soe.’ Syn grimmitich laitsjen waard noch wat grimmitiger. ‘Mar dy frou fan mij, dy wie iderien noch in slach foar.’

Horace swijde, as wachte er op in tsjûge om it ferhaal ôf te meitsjen. ‘Se gong mei in paraplu nei dy bijienkomst.’

‘Alfred,’ sei Ada, ‘dat hoegdest him no net te fertellen.’

‘No, op dat stuit fûn ik dat in heel goed idee. Us dominy ek. Hij

wiisde op har as in foarbyld foar de oaren, dat sij dêr de iennige wie dy't echt yn it gebed leaude.'

Horace knikte. 'Us mem hie dat leauwen ek.'

Free seach op fan it boek dat er oan it lêzen wie. 'Jim witte fansels wol dat de echte wierheid is, dat God ús gewoan yn 'e steek litten hat.' Ada en Alfred en Horace stoarren de jonge oan.

'Wêrom seist dat, Free?'

'No, dy spesjale gebedsdei hat ús sels net ien suterige drip reinwetter oplevere.'

Alfred sei kalm: 'Miskien ha wij sûndige op in manier dy't de Heare in grouwel wie, en no wurde we dêr op in passende manier foar straft.'

Free syn blauwe eagen gongen wat wider iepen. 'Dan straft Er miskien dit deel fan it lân fanwege de manier wêrop't de famylje Kasper Gore ús fiifhûndert dollar ôfhandich makke hat?'

Ada sei skerp: 'Wat witsto dêrfan, jonge?'

'Moasten wij har net wat spesjaal betelje foar it ferlitten fan dit plak? Foar al har muoite, wylst se net iens hoegden te ferhúzjen?'

Ada stoarre him oan. Dy jonge toch.

Free fernaam dat er wierskynlik tefolle sein hie. Hij seach wer yn syn boek, en sei sacht tsjin himsels: 'Wylst wat ik woe, wie om op deselde skoalle te bliuwen en elke dei Larry Grey te sjen.'

Horace seach Alfred even oan. 'Begryp ik goed dat jim jonge seit dat jim myn foarrige hierder, Kasper Gore, fiifhûndert dollar betelle hawwe om hjirwei te gean?'

'Eh, ja,' sei Alfred, en hij krige in kaam wylst er Free lilk oanseach. 'Dat is sa, ja.'

'Foar hokker muoite?' gong Horace troch.

'No, om it hierkontrakt mei dij te ferbrekken.'

Horace gong mei steile weardichheid rjochtop sitten. 'Om har kontrakt mei mij te ferbrekken?' Syn djippe brune eagen rôlen as wie dat it slimste dat er oait heard hie. 'Tsjonge, dy smearlappen! Wylst ik har krekt opdroegen hie om it plak op ien maart te ferlitten.'

'O ja?' rôp Ada ferbjustere.

'Ja.'

Alle trije stoarren se elkoar oan. Fan de flier ôf stoarre Free Horace mei ferbaasde blauwe eagen oan. 'Dy smoarge kringen,' rôp Alfred. 'Dy ligende stikemerts.' It gesicht fan Horace rûn donker oan, as soe ek hij begjinne te rachen.

Ada fielde hoe't har gesicht wyt weiloeke. 'Dat sij, nota bene ús eigen minsken, Kristus syn eigen bern, soks dogge.'

Free sei: 'Ik sei it toch tsjin mem, de minsken bij Rock 4 wienen heel wat better.'

Alfred spatte oerein. ‘Dy ferdomde oplichters. Dy binne útnaaid mei fiifhûndert fan myn soerfertsjinne dollars. En ik bedoel soerfertsjinne. Want dat wienen fiifhûndert út de mûle besparre en bijelkoar skrabe dollars!’

‘Kristenen,’ flústere Ada.

Alfred stampte hinne en wer op de gouden liuw yn it brune kleeid. ‘Us heit sei altyd tsjin mij, “Alfred, fertrou dy lju fan de Lytse Tsjerke foar gjin sint. Trouwens, dy fan de Grutte Tsjerke ek net. Dy komme út in soarte folk yn Europa dy’t der har hele libben tûk op wienen om, as ’t heal koe, de lêste sint winst út har buorlju te knipen. Dat ha de Friezen altyd fan de Hollanders fûn, en de Noaren fan de Sweden”. En bij God, no binne we hjir nei tichter bij de stêd ferhuze, sadat we it foarrjocht hienen om faker mei har nei tsjerke te kinnen, en heup oan heup nêst har te sitten -’

‘Alfred,’ warskôge Ada.

‘Bij God, no woe ik wol dat we kongregasjonalisten bleaun wienen. De tsjerke fan jim heit, Horace, witst wol.’

‘Alfred, do sitst no te flokken,’ sei Ada. ‘En do moatst net in hele tsjerke feroardele fanwege ien famylje.’

‘Ien rottige appel bedjert de hele koer,’ sei Horace. ‘Dat spyt mij ferskriklik om dit te hearren.’

Alfred sei: ‘Stel, wij slepe har foar it gerjocht?’

Horace skodholle. ‘Op hokker grûnen?’

‘No, dat se ús bedondere hawwe.’

‘Oplichterij, bedoelst.’

‘Oplichterij, ferrotte appels, hoest it mar neame wolst. We binne yn elk gefal gemeen bedondere.’

‘Wêr is de famylje Gore no?’ frege Horace.

‘Se binne nei Kalifornië ferhuze.’

Horace skodholle wer. ‘Dan kinne we har net te pakken krije. It is in hele put om oer steatsgrinzen hinne in rjochtsaak oan te gean.’

‘Do bedoelst, we krije dat jild net werom?’

‘Ik bin bang fan net.’

‘No, dy geniperige achterbakse fariseeërs.’ Alfred sprong mei beide fuotten op de liuw op en del. ‘Dy boeven. Bij God, as sij yn ’e himel telâne komme, dan wol ik potfergemy dêr yn it hjirneimels net wenje, sels as blykt dat God har om de ien of oare reden ferjûn hat.’

Ada seach trystich ta it rût út. Griis stof kaam noch altyd troch de beammen delfilterjen en fertsjustere de loft. It wie middei en yn ’e hûs wie it hast tsjuster genôch om de lampe oan te stekken.

‘Ik mien dat echt,’ gong Alfred troch. ‘Dan gean ik mar net nei de himel.’

Horace lei de hannen tsjinelkoar en leunde foaroer. ‘Undertusken tink ik dat we mar better de kontante hier foar it hea- en greidlân ferjitte kinne, lykas myn oandeel fan twafyfde fan de gewaaksen. As jim de helte fan de belestingen opbringe kinne, dan binne we dit jier lyk.’

Alfred gong wer sitten, flink bekuolle. ‘No, Horace, dat is ferdulde aardich fan dij.’

Free * 39

Fanwege de droechte soe der dy simmer net terske wurde, der soe gjin swiete lucht hingje fan in stoommasine, der soe gjin stoffich oaljich aroma út in terskmachine komme. Free waard sa ûnwennich fan de wenstige terskerstiid dat er op in dei besleat om in boartersmasine foar himsels te meitsjen. Hij fabrisearre de masine as in echte Case, mei in fultrechter, in stoartkoker en in blazer mei in klepke om it fleanende strie te kearen. Yn de âlde troep fan Gore fûn er fjouwer swangtsjiltsjes en brûkte dy om him ride te litten. Fan syn mem krige er in hânfol lege jernpykes en dêrfan makke er riemskiven troch se mei stoertske spikers oan de sydkant fan de masine fêst te meitsjen. Hij makke oandriuwriemmen fan de learen seamen fan miggenetten en brûkte in grutte klos foar stopjern as oandriuwas. En foar de oandriuwriem tusken de stoommasine en de terskmachine snijde er in smelle stripe út ien fan de seildoeken fan de skeavebinder dy’t syn heit fuortdien hie.

De tractor meitsje wie dreger wurk. Hij hie wolris heard fan ûntplofende stoomtsjettels dy’t de masinist ferbrânden, dat hij besleat om in oar soarte tractor te meitsjen, in Advance-Rumley. Hij rommele noch wat om yn de bulte troep en fûn it koperen binnenwurk fan in fuortsmitten wekker. Krekt wat er brûke koe. De fear fan de klok soe de motor wurde. Hij helle it wurk út de rustige kast. Bij kontrôle blik de fear noch opwûn te wêzen. Aha. De Gores hienen de klok te stiif opwûn en doe’t er it net mear die, hienen se him fuortsmitten. Hij geat der krûpoalje oerhinne. Mei in skroevendraaier deryn pjukkend en elk kamrêdsje neisjend op smoargens, krige er lang om let it skeakelrêd in pear kear oan it tikjen. Hij skodde it binnenwurk in pear kear op en del, oant op it lêst de oandriuwfear fleurich begûn te tikjen.

Foarsichtich te wurk geand makke er in kastke om it binnenwurk hinne dat ridlik goed op in Advance-Rumley like. Twa ekstra swangtsjiltsjes waarden noch foaroan befêstige as foartsjiltsjes. De grutte oandriuw rêden achter makke er fan hânbrede, fan in sederhouten stekpeal ôfsage skiven. As nokken hammere er op regelmjittige ôfstân krammen oan de bûtenkant fan de grutte rêden. Foar de as brûkte er

in lange bout. Mei in beitel sloech er kammen yn de bout en hij paste handich de kammen yn it lêste kamrêd fan de wekker dêr't dat út it koperen frame stiek. Hij betocht in hefboomke om it kamrêd oan en út te skeakeljen, en skroefde alles sekuer fêst. Noch in kear nei de bulte troep geande fûn er noch in tsjiltsje, ditkear fan in fuortsmitten tsjiltsjereed en dêr makke er in riemskiif fan. Der moast even goed oer harsenskrabe wurde hoe't er de skiif en it lêste kamrêd mei in hefboomke ynelkoar gripe litte koe, mar derop stinnend oant syn foarholle der sear fan die, slagge it him.

O sa hoeden sette er de nije tractor op de grûn nêst it wurkplak en prebearre er him út. Earst de riemskiif. Hij treau it hefboomke nei foaren, en ferdikkeme, de riem begûn te bewegen. Dêrnei de grutte oandriuw rêden. Hij loek it hefboomke helendal oan en, tsjonge, de Advance-Rumley begûn oer it gers te hobbelen. Hij klom oer in ferdwaalde kolf hinne, oer in pishimmel, en troch in tûfke foksesturtsjes hinne. Hij beweegde as in primitive krobbe. It wie prachtich. Wat in geweldige útfining. Hij treau de hefboom yn neutraal om him te stopjen.

Hij lei alle ark fan syn heit wer op har plak en soarge derfoar dat de ferskillende ûnderdelen fan de drillboar, dêr't syn heit sa grutsk op wie, wer yn har eigen fekjies leinen. Hij fage de krullen fan 'e grûn op.

De masine naam er mei nei bûten, nei de bulte sân. Yn in flits wienen syn broerkes der ek om it nije wûnder te besjen. Se woenen him helpe om him draaie te litten, mar dat koe er net tastean. Yn pleats dêrfan sette er har oan it wurk. Earst moasten se wat sân sljocht harkje en der in fjild fan wuivende ripe hjouwer fan meitsje. Dêrnei pakte er in houten dakpanne en dy skeanhâldend skarde er it fjild yn skeaven foar har. De bern kamen der achteroan en makken fan de rigen sân netsjese rigen stûken. Doe hellen se har hearamten, twa fan Alfred syn sigaredoazen, en stoppen de stûken deryn.

Free bearde dat er krekt mei it terskjen op in pleats fan in buorman klear wie, en hij heakke de tractor oan it tiksel fan de tersker, loek oan de hefboom, en it hele gefal begûn skokkend de sabeare dyk del te riden nei Everett syn pleats. 'Rum-ti-rum-ti-rum.'

'Bliuw oan it wurk,' hiet Free. 'Of jim binne net klear as de terskmasine op jim hiem oankomt. Wij terskers ha gjin minút te ferliezen.' De bern haasten har om Everett syn hiem op oarder te krijen. Se laken wat nuver. Se koenen amper leauwe dat it wier wie dat Free syn útfining syn eigen terskmasine echt meiloeke.

Free stjoerde de grutte âlde Advance-Rumley it hiem fan Everett op. 'Rum-ti-rum-ti-rum.' En hij stoppe bij de skuorre. 'Wêr wolst dyn striebulte ha dit jier?' Everett wiisde. 'Dêr, achter it bûthús.'

‘Goed. Mar dan moattst in stik fan it bargestek delhelje.’

‘Okee.’

Free loek de Case-teraskmasine te plak en heakke it tiksel los. Hij ried yn in grutte sirkel de tractor achterút. ‘Rum-ti-rum-ti-rum.’ En ferbûn de riemskiven dêrfan mei dy fan de terskmasine. Dêrnei groef er fjouwer gatsjes yn de grûn en sette dêr de tsjiltsjes yn fan de terskmasine, har djip genôch fêstsettend dat se der net útrattelje soenen. Hij helle de lange oandriuwriem te foarskyn, en lei dy deromhinne. Hij bearde dat it ôfgryslík swier wie om dy om de riemskiven te lizzen. Hij groef ek noch fjouwer gatten achter de Advance-Rumleytsjillen en rôle de tractor der achterút yn. En hij hie echt gelok. De oandriuwriem wie presys strak genôch.

Everett en Albert stienen mei iepen mûle fûl te hymjen. Jonathan stie allinne mar te stoarjen. ‘Okee, ryd hjir mar in lading skeaven hinne,’ hiet Free.

Everett en Albert kamen oanriden mei har sigaredoazen fol sân, ien oan elke kant fan de fultrechter.

‘Klear?’

Albert seach wat ûnwis. ‘As we de sânskeaven yn de trechter goaie, komt it dan echt út de blazer wei?’

‘Ik sil ’t dij sjen litte.’ Free treau it hefboomke oan de tractor nei ûnderen. De riemskiif begûn te draaien en de grutte riem skommele en beweege stadich, en brocht de riemskiif fan de terskmasine yn beweging, dy’t op syn beurt al de oare riemmen op de terskmasine skommelje en draaie liet. It wie geweldich om te sjen. In thúsmakke útfining dy’t it die. Doe pakte Free in âld sopleppel, skepte wat sân út de lading fan Albert en smiet dy del dêr’t Everett de striebulte ha woe. Hij die dat sa dat it echt like as blaasde de blazer it fuort.

‘O,’ sei Albert, begripend wat er dwaan moast.

Sawol Everett as Albert setten útein. Se boarten mei in echte sabeare terskmasine. Stadichoan groeide de striebulte oan ta in echte striebulte, krekt as dy op it hiem fan har heit, en lykjend op it hier fan George Washington, dêr’t de wyn fan ien kant tsjinoan blaasde. De bulte waard heger en heger oant Everett, neidat alle skeaven lang om let terske wienen, in ûnbidige bulte hie.

Se hienen dêr sa’n wille mei, dat se striebulte nei striebulte makken, elke kear bearend dat se wer it nôt fan in oare buorman oan it terskjen wienen. Se hienen it amper oan tiid om har putsjes op har heit syn hiem te dwaan.

Sa no en dan moasten se de blommejitter pakke en wat wetter op it fine sân sproeie om it sa better boetsearje te kinnen, en echt lykjende stûken te meitsjen, en de striebulten better oploegje te kinnen. Echte

minskien hienen ek gauris reinwetter op har lân, dat it wie ynoarder om de blommejitter te brûken.

Alfred en Ada kamen op it lêst ek te sjen.

‘No, ha jo wol oait,’ sei Alfred, nei de draaiende riemmen stoarjend.

‘Hoe bestiet it,’ sei Ada.

Alfred stie te prakkesearjen. ‘Jonge, wat sjoch ik út nei de dei datst mij in pear grutteminske-útfiningen dochst. Dat soe nochris in heel soad lânwurk fan myn earme wurge âlde skouders nimme kinne.’

Ada sei rêstich: ‘Ja Free, we moatte dyn talint seker net fertutearzje litte.’

Alfred moast fansels opskeppe oer hoe’n skrandere jonge as er wol net hie. Al gau begûnen ferskillende âlders de Alfredsons op te beljen mei de fraach oft dy dy jûns thús wienen, it wie sa’n moaie jûn foar in útsje, en de bern praten allegear oer Free syn útfining, dat ... mochten se dy sjen, asjeblyft?

Free woe yn it earstoan graach sjen litte hoe’t it wurke. De bern fan Haber wienen aardich, want as se Free fregen oft sij der ek even mei boartsje mochten, en de hefboom brûke, en Free nee sei, dan waarden se net lilke, mar gongen se gewoan sitten te sjen en se hienen wille, as se seagen dat de masine troch it sân wrotte. Mar it wienen de achterneven fan de Englekings dy’t klieren bliken te wêzen. Se jankten as lytse gûlderige bern en klagen dat Free sa sunich op syn boartersguod wie, en se makken sa’n herje dat Alfred en Ada úteinlik tsjin Free seinen dat er har even mei syn terskmaschine boartsje litte moast.

‘Nee,’ sei Free, ‘ik ha dy net makke om him troch stommelingen ferniele te litten.’

‘Free!’ sei syn mem skerp, ‘wês net sa egoïstys.’

‘Goed dan, lit se dermei boartsje. Sjoch dan mar wat der gebeurt.’

En jawol hear, Albert fan dikke John wie te rûch mei it hefboomke, en it briek ôf. Free wie sa lilke as in spin. ‘No, wat ha ’k sein?’

Albert begûn te triljen. ‘It wie eigenlik ek in útfining fan niks. Ik ryd leaver âlde Fly elke dei nei skoalle ta. Dat is heel wat knapper.’

Free seach dat syn heit de Englekings ek útflokke woe - hij mocht har ek net altyd lije - mar koe dat net, omdat it famylje fan Ada wie. Hij sei úteinlik: ‘Free, wêrom leist dy masine no net oan kant, dan repareare we him mei ús beiden de earstfolgjende reinige dei.’

Dat fûn Free moai. ‘Goed, heit.’

De sektouter dy’t Alfred foar har makke hie, wie der net al te bêst mear oan ta. It strie yn de jutesek wie hast helendal oan stof stamp. Free stoppe de sek fol mei goed nij strie. Wylst er útsocht wêr’t syn heit it oare ein fan it tou fêstknoppe hie oan de esketûke, krige er in

idee. Syn heit hie in hegere tûke útsykje kinnen om de touter oan fêst te knoopen. Wat heger de tûke, wat grutter swaaien hinne en wer. En as je fan in oare hege tûke op de sek springe koenen, dan koenen je pas echt woest touterje. Dan moasten je echt doare.

Hij klom yn de beam en makke it tou oan de lege tûke los en ferpleatste it nei de hegere tûke. Nei ûnderen sjend seach er dat de nije swaai fan de touter presys midden troch Everett syn hjouwerfjilden gean soe. Dat koe gjin kwea, salang't dêr gjinien terskjen boarte. As de neven fan Engleking der wienen, koe er sizze dat se net terskjen boartsje koenen fanwege de touter. Hij glimke. En as er dat sein hie, soe er har útdaagje de grutte sprong op de sektouter te weagjen. Dat soe har der wol fan wjerhâlde om hjir te kommen.

Hij ûndersocht de earste beam dêrnêst en fûn in goede hege tûke om fan ôf te springen. Hij knope in stikje paktried om de hoeke fan de grouwe sek, slingere it ein dêrfan om syn mul, en klom yn de beam dêrnêst. De hege tûke oerkrûpend loek er it tou oan oant er de hoeke fan de toutersek gripe koe, griep doe it tou krekt boppe de sek goed beet en sprong, mei de skonken wiidút, as sprong er op in prairiehynder dat ûnder him troch fjouwere. De sektouter gisele nei de grûn; en skeat doe omheech nei de blêden fan in flearbeam oan de oare kant. Doe't de sekmustang net langer omheechfleach, woe Free syn mage trochgean. Omheech en tinner en dûzelich. Hij roek it parfum fan in wylde roas. Chò.

Everett en Albert en Jonathan seagen nei him. Se wienen deabenaud fan Free syn fleanende mustang. Moai sa. De achterneven soenen dat grif ek wêze. Nei in skoftke, nei de tsiende kear, bliek it springen fan in goede hege tûke lykwols frij saai te wurden. Hij seach om him hinne foar wat hegers om fan ôf te springen. De beam dêrnêst noch in kear besjend besleat er dat in tinnere tûke hegerop geweldich wêze soe om fan ôf te springen. Mei syn eagen meat er de swaai dy't de touter meitsje soe. Allemachtich. It hie der wol fan dat er dêr de sek hinne helje kinne soe.

Hij tocht der ris oer nei. Op it lêst besleat er it toch te weagjen. Hij helle in langer stik tou, knope it oan de sek fan de touter en om syn mul, klom de beam yn en skode plat op 't liif oer de tinnere tûke. Hij kroep troch oant de tûke ûnder him trochbûgde.

It swit briek him út. Hij seach hoe't Everett en Albert en Jonathan nei him omheech stienen te stoarjen. Jonge, dy stienen wol heel djip ûnder him. As er foel, dan foel er oan barrels. Hij begûn te triljen. Hij rêste even om op azem te kommen. Op it lêst wist er dat er it prebearje moast of oars tajaan dat er in skytsek wie. Hij begûn it paktou oan te lûken, en it slagge him op it lêst, troch elke sentimeter fan syn lichem

út te rekken, om in puntsje fan de sek fan de touter te gripen. En mar krekt. Hij liet it paktou los.

No oerein en tagelyk dat puntsje fan de sek beethâlde. Foarsichtich gong er earst op ien knibbel sitten, doe op twa, en gong doe hast helendal rjochtop stean mei it puntsje tusken tomme en wiisfinger, wankeljend, wibeljend, him ôffreegjend oft er it wol doarst, oft er toch in healwize dwaas wie, him ôffreegjend hoe't it wêze soe om dea te wêzen lykas syn beide pakes, dy wylde roas wer rûkend, wylst syn bleate fuotten begûnen te stekken dêr't se har oan de bast fan de eskdoarntûke fêsthouden...

'Do brekst dyn nekke,' sei Albert ûnder him. Alles wat fan Albert te sjen wie, wienen syn brún gesicht en skouders.

'Ik ...' En doe ferlear er syn lykwicht. Achter syn eachballen spetteren fonken. Hij kipere foaroer. No ... yn dat gefal koe er likegoed springe en prebearje de sek tusken de knibbels te heinen. Djip sykheljend en roppend 'Hjir komt Daniël' naam er in sprong, sa fier't er koe. It slagge him mar krekt om it midden fan de sek mei de hannen te gripen, mar amper om it puntsje tusken de knibbels te knipen, en dêr foel er. Hij hold him stiif fêst, krampachtich it puntsje fêstknipend. Syn kûnt hong foar it grutste part ûnder de sek. Hij koe himsels mei gjin mooglikheid omheechwrikke - en oe! syn kûnt brânde wylst dy in spoar troch Everett syn hjouwerfjild loek. En omheech gisele er, fier yn de blêden fan de esk oan de oare kant op, sadat ien sacht ynkepe bledsje oer syn rjochtereach lei, sa tichtbij dat er dêryn lytse donkere ierkes ûnderskiede koe, as it web fan bloedierkes dat er ris sjoen hie yn in stjerjend aai. Doe, op it heechste punt fan de swaai, stoppe de dikke sek en syn lichem gong fierder en op dat stuit die er fluch de knibbels fanelkoar en hij kniep de sek opnij wer stevich tusken de skonken en no fêst op de fleanende mustang sittend, saaide er nei ûnderen, mei syn ferskroaide kûnt maklik Everett syn hjouwerfjild missend, en doe wer omheechridend bij de oare kant fan de swaai op, oan de tûke ta dêr't er ôfsprongen wie. Dat wie de meast fantastise wylde roas dy't er oait rûkt hie.

Free * 40

Mar al wie it ein augustus en tiid om oan nije skoalklean te tinken. Nei wat neitinken besleat Ada om Free en Everett har dingen te ferstellen en in nij stel foar Albert te meitsjen út de ôfleine klean fan Everett, dy't al ôfleine klean fan Free west hienen. En nei in ynspeksje fan har skuon ornearre Alfred dat de boppekanten net al te min wienen, dat

miskien koe de âld skuonmakker Shoester dy op de ien of oare manier wat oplaapje. Op de lêste sneon fan de fakânsje parsen se har yn de âld Buick en rieden se nei de stêd. De haadstrjitte stie grôtfol auto's. Alfred parkearde foar de saak fan Tillman. Ada boadskippe it leafst bij syn winkel, omdat Garret Tillman bij har eigen tsjerke wie.

Fuort doe't it rjochterfoartsjil de trottoirbân rekke, woenen de bern achtern yn út de auto stowe.

'Wacht even,' sei Alfred, wylst er de motor útsette. 'Ik wol even witte, hâlde wij ús fatsoen fan 'e jûn? Of wurde wij in stel dogenieten dat de biljertseal binnenslûpt?'

'Yn 'e stêd hâlde wij altyd ús fatsoen, heit.'

'No, dit is myn opdracht dan. Free, nim Everett mei en leverje dy sek mei skuon ôf bij de skuonlaper.'

'Goed, heit.'

'Jonathan, do giest mei mem. En Albert, do giest mei mij. Do draafst mij hjir net allinnich fuort.'

'Mar heit -' begûn Albert.

'Ssst. Dat is jim marsoarder foar fan 'e jûn.'

'Mar ik wol mei Free Shoester syn spliten hoeft sjen,' sei Albert.

'Spliten hoeft? Sizzet de bern dat op 't heden oer him?'

Free sei: 'Hij bedoelt spjalten hoeft.'

Ada seach achterom nei Free. 'Wêr hast dat heard?'

'Fan de bern op skoalle. Se sizze dat Shoester fan de duvel is en heksen oproppe kin om je te beheksen, as je him om syn foet pleagje.' Alfred en Ada seagen elkoar skodholjend oan. Free krige de sek op en hij en Everett stapten út. Free slingere de sek oer it skouder.

'En hâld jim rêstich,' rôp Alfred har achternei.

'Dogge we.'

De stoepe foar elke winkel siet fol mei piiprokende manlju. Binnenyn wienen de winkels fol mei trochinoar rinnende memmen en bern. Free seach in pear fan syn achterneven op de izeren stoepe sitten fan de izerwinkel fan Highmire, mei de hannen yn 'e bûse. Highmire sels stie tafallich foare. Free tocht dat er him oanseach fanwege dy iene kûgel dy't er oait prebearre hie fan him te keapjen. Ynienen, mei in útstrutsen gesicht, draaide er syn ear om tusken tomme en wiisfinger, as wie it in kraantsje, en spuite in lange striel tabakssop út syn mûle. Dy skeat tusken Everett syn skonken troch en spatte yn de goate bij de stedsfontein. De Englekingachterneven laken. Free seach swart en fûn it net grappich.

Se draaiden de hoeke om nei it noarden. Oan wjerskanten fan de strjitte stie in rige peallen foar de hynders. Guon boeren rieden noch mei hynder-en-buggy nei de stêd. Free telde trettjin weintsjes. It swit

rûn de hynders bij de bealch del. Allinne de kleurde selluloid ringen, read en wyt en giel en blau op de helters seagen der fris út. It earste gebou nei de steech wie dat fan de âlde Shoester, in lege winkel dy't op in koel plakje stie ûnder in pear esken. Dy wie ferbûn mei in húske dêrachter. Beide wienen se brún opferve.

Everett dreutele. 'Wat is der te rêden?'

'As er mij mar net oanrekke mei dy hynstepoat.'

'Hij hat in spjalten hoef, gjin hynstepoat.'

'Hij hat in hynstepoat en dat betsjut dat er in hynstehoef hat.'

'Kom.'

'Do bist ek bang fan him.'

'Ik ha al faker mei heit yn de winkel west en wit dat er mij net opfret.'

Shoester hjitte eigenlik echt Wilhelm Terpen. It wie in frijgesel waans iennige maten twa oare frijgesellen wienen út Rock Falls. Gjinen fan de trije âldfeinten wie in foarstander fan auto's, dat se reizgen nei elkoar ta mei de âld trein fan Omaha. Se spilen alle trije fioele en sa likernôch elke moanne kamen se bijelkoar te fioelespyljen, en dan dronken se de hele nacht bier. Soms songen se sa lûd drinklieten dat se de hele stêd de heale nacht wekker holden en de plysje lil makken. Se gongen noait nei tsjerke en liezen ek in sosjalistise krante dy't tsjin de presidint wie. Troch de miggedoar dreau de rook fan farsk snijd lear. Der hong ek in stank fan tabaksprûmkes. Der klonk in stim: 'Net sa skrutel. Ik fret jim net op.' Free stapte nei binnen, Everett achter him oanlûkend.

'Jonge noch ta, wat soe der yn dy sek sitte.' Shoester wie krekt dwaande om út in tsjokke side droech lear in nije soal te snijen. Hij lei syn wurk oan 'e kant.

Free hold de sek op 'e kop en liet de skuon oer de flier rûgelje. Der wienen trije pear skuon. 'Heit seit nije soallen en hakken.'

Shoester leunde oer syn learen skelk en krige ien fan de skuon op. 'Bêst. Ik meitsje se moarn.'

Free wifke. 'Mar moarn is it snein.'

Shoester lake giele toskan bleat ûnder in brede brune snor. 'Foar de âlde Shoester net.'

'Leauwe jo dan net yn God?'

'Nee. Ik leau yn de duvel.'

Free stoarre Shoester ferbjistere oan. Shoester hie in keale holle en dy glom as de kûgel dy't omke Richard altyd yn 'e bûse hie om him gelok te bringen. 'Jawis, de duvel, jonkje. Wa oars soe mij dit dan jûn hawwe?' Hij tilde syn rjochterfoet op. Dy kaam fan de flier ôf as it hânfet fan in krik. Oan 'e ein siet in spesjale pantoffel mei in soal as in hoefizer. Everett leunde ien kant oer om te sjen oft de soal fan de pantoffel spjalten wie, of in echte hynstehoef wie.

Free frege: 'Hat de duvel ek in tsjerke?'

De laits ûnder Shoester syn brune snor krolle omheech as in moanne yn it lêste kertier. 'Nee. De duvel leaut allinne yn in skoandere tiid fan 'e jûn yn de âld stêd.'

'Jo bedoele yn de biljertseal?'

'Nee nee. Allinne mar twa minsken dy't ergens tegearre wille meitsje.'

'Tsjerkeminsken hawwe ek wille.'

'Ik bedoel net bidden, jonge. Ik ha it oer fiolespyljen.'

'Jo soenen ús heit ris fiolespyljen hearre moatte.'

'Ja, jim heit mankeart neat oan wat dat oangiet.' Hij kwitste wat tabakssop yn in kwispeldoar nêst him. It trof dy presys yn 'e midden, sels de lêste drppen brune flibe dienen dat.

De noardlike muorre fan de winkel bestie út skeane planken fol skuon en pantoffels dy't al klear wienen. Tsjin de súdlike muorre achter Shoester stie in wurkbank mei allegear ferskillende leasten, fan it model fan de foet fan in lyts famke oant dy fan in folwoeksen man. Tusken de knibbels hie Shoester in izeren stander mei dêrop in famkesskoech dy't er oan it meitsjen wie.

Shoester syn brune eagen twinkelen. 'Ha jim fan jim heit ek in dûbeltsje krigen foar in ijsko jûn?'

'Nee.'

'Net? En dat noch wol op sneontejûn? No, dêr moatte we wat oan dwaan.' Hij wrotte himsels fan syn kruk ôf, en gong, meast op syn goede skonk strompeljend, troch in tizeboel fan oan 'e kant smiten skuon en learzens, nei in planke tsjin de oastlike muorre. Hij stiek de hân yn in âld tabaksblik en helle twa dûbeltsjes foar it ljocht. Hij smiet ien nei Free en ien nei Everett. De twa jonges heinden dy handich op.

'Aha, ik sjoch dat jim heit jim honkbaljen leard hat.' Shoester hobbele werom nei syn kruk, it lêste stik op syn ûnbidige earms leunend en syn liif teplak swaaiend as in akrobaat.

Der siigde in twirke troch it miggeskerm fan it súdlike rút. Dat fiede lekker koel oan en liet it nije lear en it learfet rûke as in freonlike hynstestâl. Free roste it dûbeltsje tusken tomme en wiisfinger. Under syn tûfe ljocht hier wei seach er nei Shoester. Dat koe toch net in duvel wêze, as er lytse bern jild foar in ijsko joech. It spiet Free dat er dat oer syn spjalten hoeft leaud hie.

'O sa betanke, Shoester.'

Everett baude him nei. 'Betanke, Shoester.'

'Is wol goed, jonges hear.' Shoester kniep de eagen ticht sa't beppe soms die as se har opwûn. 'Sis mar tsjin jim heit dat de skuon moandei klear binne.' Hij klapte fol yn 'e hannen, sadat it klonk as in gewearskot. 'No, leave jonkjes, no fuortdrave foardat ik jim opyt.'

Free en Everett rûnen, en draafden dêrnei, werom nei de hoeke.

‘Ik wit wêr’t we stikem in iiskegeltsje krije kinne.’

‘Wêr dan?’

‘It kafee fan Swaim. Ast achtern sitst kin gjinien dij sjen.’

‘Silst it dan net sizze? Sels net om oer op te skeppen?’

‘Dat belooft ik plechtich.’

Se rûnen skeanoer it grutte krúspunt oer, elk om de flagestok fan de stêd hinne. De touwen nei de sulveren bal boppe op de stok kleppen yn it nachtlke wyntsje. It kafee fan Swaim wie grôtfol. Free hoegde mar even troch de glêzen doar te mykjen om te sjen dat sels de achterste tafeltsjes fol sieten mei willemeitsjende jongelju. Everett woe lykwols noch gjin belies jaan. ‘Lit ús de apteek fan Fraser prebearje. Hij ferkeapet achtern iis, dêrst sitte kinst. Ik ha dêr in kear in iiskûp fan muoike Gerda krigen.’

De izeren ijskostuollen bij Fraser wienen mar healfol. Der hong in lucht fan rûkersguod.

Free en Everett skoden nei achtern yn de saak. Fraser hie steil ljocht hier, mar hij hie de tearkes fan in aardige omke om de bûtenste hoeken fan syn blauwe eagen hinne. Hij die altyd in bytsje as wie er dokter.

‘Wat sil it wêze, jonges?’

Everett hold syn dûbeltsje omheech. ‘Iiskegeltsje, graach.’

‘It spyt mij, mar ik ha gjin iiskegeltsjes. Jim moatte bij Swaim wêze, hjirnêst. Of it kafee op de hoeke.’

‘O.’

In felread filmtyskrift loek Free syn oandacht. Der stie in man op dy’t op hannen en knibbels krûpend troch Indianen besketten waard. Free telde seis pylken yn de man syn rêch. Hij seach derút as syn heit, as dy deawurch wie.

‘Miskien wolle jim sa’n filmtyskrift?’ sei Fraser.

‘Nee,’ sei Everett, ‘wij ha leaver in kegeltsje iis.’

Se gongen dat út nei it westen. It wie al skimerich. De fleismerk fan Fleischer roek nei saachmoal en droech fleis. De iepen doar fan Kerber syn arkwinkel stonk nei smarfet. De sprekkeamer fan dokter Fairlamb roek nei desynfektearmiddel. De skommeljende âlde minsken op de feranda fan it hotel fan Bonnie roeken nei âlde rustige amers.

Free hold stil bij de folgjende hoeke. ‘Ik wit wat we dwaan moatte. Lit ús moarn de dûbeltsjes yn de kollektebus stoppe foar de earmen.’

Everett die in pear stappen achterút. ‘Ik wol mei myn dûbeltsje in iiskegeltsje keapje.’

‘Doch dyn bêst mar. Mar al dy winkellju en heit en mem kenne elkoar en as we stikem ús dûbeltsjes útjouwe, dan belje se heit moarn grif op om it him te fertellen.’ Free tocht der wer oan hoe ellindich oft

er him field hie doe't er betrape wie bij it besykjen in patroan fan .410 te keapjen.

De lampen oan beide kanten fan de haadstrjitte gongen oan. It wie krekt as waarden der sa'n tritich aaien tagelyk skôge. De wite bollen ferljochten de buorden op de hege sabeare gevels. Everett seach nei de ljochten yn de biljertseal oare kant de strjitte. 'Miskien ferkeapje se dêr iiskegelsjes.'

'Dat is de biljertseal en do witst wat heit dêroer sein hat.'

De twa banken foar de biljertseal sieten fol mei krinkjespuiers. Ferskeidene omstippers stienen dêr omhinne te grapjeien en te laitsjen, de hannen yn 'e bûse. Ien man stie rêstich wat apart. Hij seach derút as in foto fan in elegante hear yn de katalogus fan Sears en Roebuck. It wie Jack Manning, de rumsmokkelder. Dy wist hoe't er op de goede manier de hannen nêst it liif hingje litte moast. Der waard sein dat er de rykste man fan de stêd wie. Hij hie in gongelstokje mei in gouden knop, gouden toskes, en in breed gouden horloazjeketting. Syn swalkjende eagen rêsten even op Free. Dy iene tel gloeiden syn eagen yn it tsjuster even op.

'Wy moatte mem mar opsykje,' sei Free. En sûnder te wachtsjen op wat Everett miskien sizze soe, stiek er skean de strjitte oer.

'Wacht,' rôp Everett him nei. 'Kinne wy net noch ien oar plak prebearje te finen dêr't se iis hawwe? Der moat ergens in winkeltsje wêze dêr't se oan lytse bern iiskegelsjes ferkeapje.'

'No, de winkel fan Bliss dan, dy kinst prebearje.'

'Okee.' Everett draafde bij Bliss nei binnen ta.

Free hie syn heit fertellen heard oer Herman Bliss. Yn it ferline hie Bliss sa no en dan wolris sein dat er op syn sechtichste jierdei de winkel slute soe, syn sneinske pak oanlûke en op de Cannonball nei Sioux City stappe soe, in keamer hiere en in flesse roggewhisky keapje en foar de nacht in hoerke nimme soe, en dan, nei in prachtige tiid, himsels foar de kop sjitte woe. En dat hie er noch dien ek. Pake Alfredson hie dat bewûndere, mar heit en mem hienen dat in ferskriklike saak fûn. John Bliss, syn soan, dreau de winkel no. It duorre mar even of Everett kaam mei in lang gesicht de winkel fan Bliss wer út. Dy hie ek gjin kegelsjes.

Dêrnêst wie de winkel fan Hunter foar hynstespullen. De doar stie iepen. Dêr hongen alderlei hynstetugen en swipen en miggenetten en himpen touwen oan de solder. Hunter ferkocht ek skuon dy't bekend stienen as Langstappers. Alfred hie in kear in pear foar Free kocht, en dat ek mar ien kear, want Free hie se binnen ien moanne fersliten. De soallen wienen sa tin.

Der hongen jonge keardels tsjin it gebou oan dy't fluiten nei de famkes dy't foarbij paradearden. Soms rôpen se har nei fan 'Omwei,

omwei!’ Dat wie omdat de famkes hoazzen droegen mei dêryn in pylk beweeft. Dy pylk oan de binnenkant fan de skonk wiisde rjocht nei boppen. Twa jonges fan Cooper sieten yn de reade yngong fan Rexroth syn warehûs. Se hienen dronken.

De âldste Cooperjonge sei: ‘Witste, dy Jenny Porter, as dy likefaak fan bûten bepjukt wie as fan binnen, dan soe se krekt in gatsjepanne wêze.’

De jongere Cooperjonge lake. ‘Ja, dat is it frommes dêr’t oer sein wurdt dat, ast tafallich ergens yn it hege gers twa pear skuon sjochst, ien pear dêrfan grif dat fan Jenny is, mei de teannen omheech, as dy fan in deade, wylst it oare pear grif dat fan Brut Weatherly is, mei de teannen nei ûnderen, as ien dy’t foaroer bûcht om te spuien.’

Se stienen krekt op it punt om wer nei de izerwinkel fan Highmire oer te stekken, doe’t se oare kant it grutte krúspunt bij it kafee op de hoeke, reboelje fernamen. Der stie ien te rachen. Iderien draaide him om om te sjen. De minsken yn de winkel stoden ek nei bûten om te sjen wat der te rêden wie.

‘Kom op,’ sei Free en griep Everett bij de hân. ‘Der wurdt fochten.’ Se draafden de flagestok foarbij en sprongen op de kofferbak fan in Ford om oer de mannichte hinne te sjen.

De man dy’t sa stie te razen wie Henry Hiller, de koaning fan it pleatslike giele goud, de eigener fan alle grintputten yn de fallei te’n westen en suden fan Bonnie. Hij ried mei in heel flugge reade ponny foar in nuver weintsje. Dat hie helderreade tsjillen en in read sitbankje. De minsken seinen dat er noch gemener wie as in kat mei in mûs. Hij wie sa deun dat, as jo him fregen om in sint, it krekt wie as fregen jo him om in drip fan syn eigen read bloed.

De oare man wie Milo Kerber, de winkelman mei de ridskipwinkel. Milo wie ek de boargemaster en stie bekend as ien dy’t sei wat er tocht, en op in rêstige manier, en dy’t nooit weromloek wat er ienris sizze moatten hie. Alfred hie in kear fan him sein dat it in man wie mei fan binnen stiel.

Hiller hipte wat hinne en wer yn syn weintsje en swaaide en klapte mei syn swipe yn ’e rûnte, sa lilik wie er. ‘En ik sis datst in ferdomde bolsjewyk bist, dij sa te bemuoien mei de manier wêrop’t ik myn arbeiders behannelje.’ Milo glimke mar wat. Hij stie dêr mei beide hannen yn de bûsen fan syn griene overal.

Hiller hie gjin lippen, allinne mar in ynkeping tusken syn skerp kin en skerpe noas.

‘Doe’t ik Pete Durio ûntsloech, wie it myn bedoeling dat er ek út de stêd ferdwine soe. Ik wol him net langer yn Bonnie hawwe.’

Milo lei de hân op it spatskerm fan it skommeljende weintsje.

‘Bliuw mei dyn kloeren fan myn eigendom ôf,’ raasde Hiller.

Milo loek syn hân werom. ‘Sa’t ik krekt sizze soe, Henry, Pete Durio hat in kear foar mij wurke, en dat mei er wer dwaan. It is in poerbêste keardel.’

‘Mar ik wol him de stêd útjage hawwe. Dat do ûntslachst him, of oars ... Ik wol him op de swarte list ha.’

‘Mar wêrom dan?’

‘Ik ha him betrape doe’t er mei dat fanke fan Brewster lei te wippen. Yn ien fan myn sânputten. Myn sânput, begrypste, mines. It lân giet nei de hel fanwege him en syn maten.’

Milo glimke mar wat. ‘Pete bliuwt hjir.’

‘Do ferdommeling. Ik sis dat er fuort moat. En asto him net fuortstjoerst, bij God en bij Jezus, dan krijst fan mij mei de swipe.’

‘Pete bliuwt hjir.’

Hiller hipte op en del. Doe, skombekjend út de mûlshoeken, swaaide er de swipe omheech.

Dy klap mei de swipe kaam noait oan. Milo ljepte ynienen healwei bij it weintsje op, oer in read tsjil hinne, griep de swipe bij de stok nêst de hân fan Hiller, joech der in fûle skuor oan, en hie him de swipe ôfpakt, dy’t er op de grûn falle liet. Hij sei rêstich: ‘Henry, we prate hjir nochris oer ast wat bekuolle bist.’ Hij draaide him om rjochting syn winkel in eintsje fierderop.

‘Wêr is de plysje?’ rôp in frou.

Hiller seach har even ferwoest oan. Doe rôp er Milo achternei: ‘Milo, ik bin de koaning fan Bonnie en ik sis dij, do silst dwaan sa’t ik sis.’ Hij sprong út syn weintsje, raamde troch de minsken hinne en rûn streekrjocht nei de izerwinkel fan Highmire. Foardat ek mar ien der wat oan dwaan koe, kaam er wer te foarskyn mei yn syn hannen ien fan Highmire syn dûbelloopse gewearen, dy’t er al dravendewei lade mei nije patroanen. Hij rûn skean bij de flagestok lâns, seach Milo, dy’t noch sa’n fyftjin stappen fan de doar fan syn winkel ôf wie, en fjurre. Der rattele hagel tsjin de sabeare gevel fan Milo syn winkel. De minsken spatten oan ’e kant, de winkels yndûkend of oars de goaten yn.

Milo draaide him net om om te sjen wa’t dêr skeat. Hij rûn troch, rjocht nei de doar fan syn winkel ta. Hiller skeat mei de oare loop. It twadde skot hagel spuite oeral om him hinne. Hij sakke op knibbels. It wie as hie ien him op it skouder huft. Hij skodde de rêch even, ien kear. Doe, mei in hân op elke knibbel, gong er oerein. Hij die noch altyd gjin muoite om om te sjen. Yn pleats dêrfan rûn er mei in boochje syn eigen doar foarbij en op de doar fan de sprekkeamer fan dokter Fairlamb ta. Dêr gong er nei binnen, sûnder sels mar mei de foet te lûken.

‘Dat sil him leare om net mear syn noas yn myn saken te stekken,’

rôp Hiller. Hij smiet it gewear oer de grûn en sei oer it skouder yn de rjochting fan de izerwinkel fan Highmire: ‘Do kinst mij de rekken stjoere foar it brûken fan dyn gewear en patroanen.’ Doe, mei syn rjochterhân de minsken oan ‘e kant swaaiend, krige er de swipe op, klom oan board fan syn read weintsje, en griep, noch oereinstend, de leien en fitere dêrmei de ponny oan. Hij ferdwûn om it kafee op de hoeke hinne.

De minsken kroepen oerein út de goaten en kamen wer foar it ljocht út de winkels wei. ‘Der soe ien achter dy Henry Hiller oan moatte,’ rôp de dikke frou Sudaberry. ‘Ek al is syn bedriuw goed foar de stêd, hij kin net samar hinnegean en sjit op ús boargemaster.’

‘Wêr is de plysje?’ rôp in frou.

‘Plysje Coltoff hat jicht.’

Rexroth, mei syn wyt boarstelhier en swart burd, kaam út syn winkel wei stowen. ‘Wat wie dêr te rêden?’

‘O, Henry Hiller krige it idee om om him hinne te sjitten.’

‘Hat er ien rekke?’

‘Allinne Milo Kerber. Mar dy wie te fier fuort. Je moatte aardich tichtbij wêze om mei hagel fitale organen te reitsjen. Nee, ik tink dat Milo allinne mar wat besproeid is. Hij hie syn swiere griene overal oan.’

Krekt op dat stuit begûn it stedskorps in wyske te spyljen yn de muzyktinte op it iepen stik grûn te’n noarden fan de moadesaak fan Mable. Se spilen in fleurige mars fan Sousa. De trommen yn it korps bêden it folk del. Iderien gong wer troch mei syn dingen. Free en Everett klommen fan de kofferbak fan de Ford ôf. Se wienen beide yn ‘e sûs fan alles wat se sjoen hienen.

Har mem seach har krekt doe’t se wat út de stedsfontein stienen te drinken. ‘Wêr ha jim úthongen?’

Se moasten beide oan har beswitte dûbeltsjes tinke. Mar seinen neat.

‘Kom jonges, help even mei de boadskippen yn de auto te sjouwen.’

Se rûnen har mem achternei nei de winkel fan Tillman. Dy stie fol mei minsken dy’t noch altyd oer de sjitpartij stienen te keakeljen. Garrett Tillman wie dwaande it lid op it aaiekrat te triuwen dêr’t er har boadskippen yn stoppe hie. Syn wiid útinoar steande blauwe eagen stienen wiis.

‘No Ada, wat moatte wij neffens dij dwaan mei ús pleatslike Napoleon Bonaparte?’

‘Ik bin bang dat in besite bij him thús net folle úthelje sil.’

Tillman syn breed gesicht glimke iepen. ‘Nee, leau ik ek net.’ Hij hie in hege foarholle en droech syn ljocht hier slûk achteroer.

‘Sleep Milo dat wylde meunster net foar it gerjocht foar mishandeling?’

‘Milo net. Nee, in oar oan de haadstrjitte sil dat dwaan moatte.’

‘Earm stumper,’ sei Ada.

Free heinde alderlei hearlike rookjes op yn de winkel: spek, skinke, wollen tekkens, sâlte crackers, sinesappels, rubberbroekjes foar babys, oerripe bananen. Mar de rook fan rjemmesoeskes mei sûkelade deromhinne wie it lekkerst. Hij kipe troch de latsjes fan har aaeikrat hinne om te sjen oft Tillman wol oan de jonges fan Alfredson tocht hie.

Tillman moast laitsje. ‘Sikest ergens om?’

Free krige wat in kleur. ‘Net echt.’

‘It leit ûnderoan. Dat ha ik der it earst ynstoppe.’

‘En mar goed ek,’ sei Ada. ‘Sa kin ik se thús as dessert útdele. Snobberij tusken it iten troch taast de toskens sa oan.’

‘In bytsje snobberij docht har gjin kwea, Ada.’

Free pakte it krat fan de grûn. ‘Sil ik dit mar nei de auto sjouwe?’

Ada knikte. ‘Goed, en dan kinne Everett en ik de rest wol sjouwe.’

Bûten stie der in ploech minsken om de muzyktinte hinne. Guon fan de boadskipjende lju hienen de auto bij de tinte setten, sadat se noflik sitte koenen te harkjen. Oaren hienen har yn it gers delfljid.

‘Mem, meie we tichterbij om te harkjen?’ frege Everett. Dy waard altyd fleurich as it korps spile.

‘Ja, toe mar, jimme twa. Jonathan en ik bliuwe hjir yn de auto. Ik tink dat we it dêr ek wol goed genôch hearre kinne.’

Free en Everett wrotten har nei foaren troch de mannichte hinne. Der wienen twa trommen, twa skotrombônes, twa kornetten, ien piccolo, ien bassethoarn en ien trompet. De man mei de kornet, Wiley Cobb, spile it lûdst. Mei in donkerread oanrûn gesicht dirigearde er mei skouderbewegings. As de trommen begûnen, trille de hele muzyktinte. Guon fan de grutte spikers op de hoeken wienen wat lostrille en makken in gelûd as fan imerkes. In pear nije planken lekten hars en it like krekt as hie ien der sjerp op griemd. De spilers sieten op stuollen en gongen om de beurt stean foar in soloatsje. De piccolospiler wie de bêste. As hij solospile, wie it as begûn der in lyster yn in boskje te tierelierjen.

De manlju harken mei de hannen yn ‘e bûse en de froulju mei de earms foar it liif oerinoar slein. Free seach dat Floris en Willard Haber de mannichte yn- en útstrûsden, ien of oare streek úthellen, en dan oan de kant stean gongen te gnizen. In pear kear draaiden inkele fan de folwoeksen manlju har ferwoest nei de Haberjonges om, en se grânzgen har ta: ‘Hee, jim smoarge lytse rotsakken!’ Se hienen sa’n wille, dat Free útfine woe wat se oan it dwaan wienen. Hij griep Floris bij syn riem beet. ‘Wat frette jim út?’

‘Nuten kreakje.’ Floris lake sa lûd, dat it like as bepisste hij himsels. ‘We sykje in fint út dy’t stiet op te skeppen oer wat in bêste opbringst hij dit jier wol net hat. We sjogge altyd even goed oft er beide hannen

yn 'e bûse hat. It nimt sa'nien altyd in tel as twa om se derút te heljen en dan binne wij al wer fuort. We slûpe fan achteren op har ta en stekke de hân ûnder har reet troch, krije har bij de ballen en jouwe der in ruk oan. Dan springe we oan de kant en ferdwine yn de massa.'

Everett hie dat ek heard. Hij seach omheech nei de stjerren en tocht dêr oer nei. Doe sei er: 'Dat kinne jim better net bij ús heit dwaan.'

'Jim heit? Noait in kear. Dy hat fierste lange earms.'

'Dat is in leech-bij-de-grûnse smoarge streek.'

'Ja, guon binn' smoarch, en guon hingje leech.' Floris fûn dat ien fan de bêste grappen oait. Hij skuorde him de bûsen út. 'Wat in grap. Foaral as se in gjalp jouwe en dan nei har krús gripe.'

Dy Haberjonges wienen hast like slim as dy fan Horsberg. Ynienen tuorke har heit boppe har út. 'Jonges, tiid om nei hûs ta.'

'Mar de muzyk is noch net ôfrûn,' sei Everett. Hij hie noch altyd syn iene hân yn syn bûse om it klamme dûbeltsje hinne.

'Mem is wurch. Hup, nei hûs ta. Gjûn "as", "en" of "mar".'

Se sieten yn 'e auto en rieden nei hûs ta, en wylst de koplampen as in pear sulveren breidpriemmen foar har yn it tsjuster pjukten, frege Alfred: 'Wat hie Shoester te sizzen?'

Free sei: 'Dat se moandei klear wienen.'

Alfred knikte boppe it stjoer. 'Moai sa.'

De âld Buick rattele noch in pear myl troch. Doe't se de ratteljende houten brêge oerrieden, fiede Free de klamme munt en besleat úteinlik dat er syn heit mar better fertelle koe hoe aardich Shoester foar har west hie. 'Shoester hat ús elk in dûbeltsje jûn.'

'Wat?'

'Ja. Hij sei dat we mar in iiskegel keapje moasten foar ússels.' Everett seach Free even grimmitich oan.

'Ha jim dan foar jimsels in iiskegel kocht?'

'Nee. We wienen bang dat dat net earlik wêze soe foar Albert en Jonathan.'

Ada draaide har op har stoel om en seach har oan. 'No, dat wie attint fan jimme.'

Alfred frege: 'Wat wolle jim mei dat dûbeltsje dwaan?'

Free tocht even nei. 'Ik tink dat ik minent snein yn de kollektebus foar de earmen stopje.'

Alfred en Ada seinen in skoftlang neat. Doe't se har eigen paad opdraaiden, sei Ada, wylst se ûnder har eachlidden wei goed yn 'e gaten hold wêr't Alfred ried: 'Man, ik sjoch einliks in bewiis dat ús bern in bytsje kristlik wurde. De Heare sij tank.'

'Ja,' sei Alfred, 'salang't it duorret.'

It wie goed om wer nei skoalle te gean. It dykje útridend en nei it westen ta, wie it altyd wer prachtich om foar har de stêd Bonnie lizzen te sjen, glânzjend yn de rôzige moarntydssinne. Ergens achter dy blinkende ruten, fjouwer myl fuort, wennen minsken mei bibleteken fol mei boeken mei goud en read op sneed, de dokter en de dominy en de bankier. Op in dei soe er in kreas famke fine yn ien fan dy salons mei goudene en griene kleuren, in moai famke dat hier ha soe as syn mem, dy't graach op bêd aventuereferhalen lêze mocht, en dy't graach mei him op de hege heuvels oan de westkant fan de stêd omswalkje mocht. Free syn goed sin joech al gau elkenien yn it koetske ek in goed sin. Hankie Barth lake sels wat, ek al wie it in treurige boel bij him thús, en Fredrika begûn fleurich om it hurtsje bazige dingen te sizzen, en Albert, faak noartlich, lake lûd as Tip mei de sturt wipte omdat Free har hurder drave litte woe.

De skoalle wie maklik. Ien kear sjen nei it wurd *reciprocate* (beântwurdzje) en hij wist it foargood. Ien kear lêze oer de Slach bij Bunker Hill en hij koe dy oan de lêste revolúsjonêre kûgel ta. Ien kear goed nei de kaart fan it lân sjen, en hij wist wêr't alle rivieren rûnen.

Hij mocht graach ferskûle sitte achter syn grut breed ierdrykskundeboek en him dingen ôffreegje. Dat paleis fan Montezuma, wienen dy muorren dêrfan echt fan klearebare goud? En dy Maja's, droegen dy echt klean fan fearren yn pleats fan stof?

Free wie bliid dat er nei de sechde klasse befoardere wie en lang om let de trep opgean koe nei de boppeste ferdjipping, dêr't Ardman, de nije haadmaster, lesjoech yn in grutte sinnige keamer. Free wie no ien fan de âldere bern en koe op skoalle belangrikich dwaan as er dat woe. Ardman mocht him wol lije en seach altyd nei him foar in antwurd, as de oaren it net wisten. Free bearde soms dat er it net wist, dat syn neven him mar net swart oansjen soenen. Mar Ardman hie dat wol yn 'e smizen. Free mocht Ardman graach lije.

Ardman hie grutte earen, dy't útstieken krekt as leinen dy, as er lei te sliepen, dûbelteard tsjin syn holle. Hij hie suver deselde lichemsbou as syn heit, en rûn sels krekt sa. Hij droech meastal in blauwe broek, in brúnwollen jaske, blauwe sokken en brune skuon, in wyt oerhimd mei in blauwe wollen strik. Syn neilen wienen read skjinskrobbe. Hij droech syn brún hier achteroer kjimd, mei wat faseline deryn om syn wjerstribbige tûfe hier plat te hâlden. Hij hold oarder yn it lokaal sûnder tsjin de bern raze te hoege. As er ergens ûntefreden oer wie, stie er inkeld mar nei de bern te stoarjen, oant iderien him achter in boek ferskûle. Op in middei frege er Free om even sitten te bliuwen.

Doe't alle bern fuort wienen om har lunsjammerkes te heljen en op it skoalplein alle kanten útrûn wienen om te iten, wonk Ardman him nei syn tafeltsje ta. Free koe him net herinnerje dat er wat ferkeards dien hie. Of it moast wêze dy kear doe't er troch it gat loerd hie dat Clarence Etten achter yn it húske fan de famkes boarre hie en hij Nelda Brewster pisjen sjoen hie. Mar dat wie al mear as in moanne lyn.

'Free, hast it nei 't sin op skoalle?'

'Ik tink fan wol. Ja.'

'Do sitst altyd te dromen achter dat ierdrykskundeboek fan dij.'

Free stiek de hannen yn de bûsen fan syn brune pofbroek.

'Free, dat is in minne oanwenst, sa te dromen. Dat ik ha besletten om dij mear wurk te jaan. Ik sil dij tagelyk de sechde en de sânde klasse dwaan litte.'

Free seach stjerkes yn syn holle. Hee. Wat soe syn heit tinke? Dy wie al in bytsje jaloers op him dat er sûnder fouten bibellêze koe.

'Tinkst dat dat te dreech wurdt foar dij?'

'Nee.'

'Goed. Dan begjinne we fan 'e middei mei beide klassen. En no kinst better hinnegean en dyn lunsj opite.'

Nei it middeisskoff ferpleatste haadmaster Ardman Free nei in bank achter yn de rige fan de sânde klasse. Der wienen mar fjouwer oare sândeklassers: Maynard Tollhouse, Nelda Brewster, Ruby Young en Jessie Dykeman. Syn Englekingneven wienen sa jaloers, dat se yn it boarterskertier dy middeis net mei him boartsje woenen. Se seinen dat er master syn popke wie. Dat er spykte en dêrom altyd syn lessen koe. Se sieten sa fûl op him ôf te jaan dat har eagen suver ferdwûnen.

Ada wie wakker op 't skik, doe't se it briefke lies dat haadmaster Ardman Free meinimme litten hie. En Alfred, no, earst wie dy ien en al blierens, as soe er begjinne te pochen, en fuort dêrnei wie er wat betommele, as hie er krekt heard dat syn gewaaks mislearre wie. Twa jonges op skoalle wienen sels noch jaloers as de jonges fan Engleking. Dat wienen Clarence Etten en Tommy Holtup. Dat wienen dy grutte domkoppen dy't al twa jier te dom west hienen om nei de achtste klas befoardere te wurden. Dy wienen al sechtjin. Doe't se de haadmaster oankundigjen hearden dat Free twa klassen tagelyk dwaan soe, snúfden se as walgjende hynders.

Ien kear yn it middeisskoff leveren dy twa grutte lomperts Free in smoarge streek. Se smieten syn breiden mûtse yn it famkeshúske en laken har slop wylst er in oere lang besocht mei in oanwiisstok fan de master en in hierspjelde him dêrút te fiskjen, en him doe waskje moast yn de kelder fan de skoalle. 'Ho ho,' âlen se, 'ik leau datst toch net sa snoad bist.'

Doe't er let thúskaam, frege syn heit him wat der wie. Free fertelde wat der gebeurde wie.

'Is dat wier?' sei Alfred.

De hele tiid prate Free bij syn kerweikes oer hoe't er in hekel begûn te krijen oan skoalle, omdat hij in klasse heger set wie. Under iten krige syn heit dêr einliks syn nocht fan. 'Wat wolst no, moat ik hinnegean en dy beide lomperts foar dij in pak op 'e hûd jaan? Wêrom giest sels net achter dy twa jonges oan?'

'Mar se binne folle grutter as mij, heit.'

'Kin mij niks skele. Lit se witte datst poer wurdst as se dij peste. Hartstikke poerrazend, begrypste?' Alfred syn eagen waarden karbydlampen, lykas yn eardere dagen. 'Sels al witst datst miskien sels ek op 'e hûd krijst, raam op dy hufters yn. Dan tinke se wol twa kear nei, foardat se it wer besykje.'

Ada seach Alfred teloarsteld oan. 'Prebearrest in fjochtersbaas fan ús soan te meitsjen?'

Alfred stiek syn ferneamd kin foarút. 'Jawis al. In fjochter. As it om it ferdedigjen fan syn rjochten giet, wol ik net dat er as in suertsje opgroeit.'

Ada skodholle. 'Ik wit net oft ik dat wol goedfine kin.'

Alfred sei: 'Fansels, jonge, wol ik tagelyk ek net datst sels mei fjochtsjen begjinst. As ik oait hear datsto begjinst te fjochtsjen, dan doch ik dat ek mei dij. Op dyn bleate reet. Mar as dy oare begjint, en do witst seker datsto gelyk hast, dan wol ik datst dijsels ferdedichst. Fjochtsje fûl. En it docht der net ta wa't dy oare is, al wie it de presidint fan dit Amearika, fjochtsje mei him sa lang datst derbij delfalst. Hast dat heard? En ast op dyn hûd krijst, dan gryp ik yn en help ik dij. Sa docht in echte Fries dat.'

'Alfred toch,' sei Ada.

'Ik mien it,' sei Alfred. 'Rêd dijsels bij it fjochtsjen, soan.'

In pear dagen letter wie Free de middeis wat let yn de hynstestâl om Tip har tolve kolven te fuorjen. De oare menners hienen har hynders al fuorre. Krekt doe't er de westlike doar fan de skuorre ynkaam, hearde er in hynder op syn stâl stegerjen en traapjen en ien fan wille lûd laitsjen.

Free syn eagen wenden stadich oan de skimer yn 'e skuorre. Even letter seach er wa't it wienen. Dy twa grutte domkoppen, Clarence Etten en Tommy Holtup. En se wienen Tip oan it treiterjen. Se sieten op ien fan de balken boppe Tip, elk mei in lange stok en stieken om beurt yn it achterste fan Tip, ûnder har swarte sturt, oant Tip lang om let stegere en fier en heech achterúttrape. Elke kear as se dat die, makke se in lûd en tryst toeterjend gelûd.

Free waard razend. Hij draafde nei de stâl fan Tip, smiet de tolve

maiskolven yn de foerbak, draaide him om en griep har helter fan de heak, en begûn op de balke te klimmen, op dy twa smearlappen ôf. Dat helter siet in stangbit oan, fan massyf swier stiel. Clarence en Tommy wienen sa ferheard om him achter har oan kommen te sjen, dat se har stokken falle lieten en har op it sachte kleed fan droege dong dêrûnder falle lieten. Heal laitsjend, heal bang, begûnen se op de iepen doar ôf te draven.

Free wie har te gau ôf. Aljend, grânzgjend, liet er him ek op it dongkleed falle en sprong nei foaren om har ôf te snijen. Doe raamde er, swaaiend mei it swiere stangbit, op har yn. Hij rekke Tommy, de lytste fan de twa, op syn holle, sa fûl dat syn breiden mûtse ôffleach. Tommy foel hast.

‘Jim smoarge gemene rottige ferdommelingen,’ raasde Free.

Tommy gûlde lûd fan 'e pine en doek wei nei achtern de skuorre. Free rekke dêrnei Clarence tusken de skouderblêden, mei in grouwêlich knarsjend lûd. ‘Aaúu!’ jankte Clarence. Hij foel hast ek. Stroffeljend en strompeljend folge Clarence Tommy nei achtern de skuorre.

Free stode har achternei, pûstend as in wylde hynst, en swaaiend mei syn swier stangbit. Tommy en Clarence besochten út alle macht om út te naaien. Se botsten tsjin de oastlike doar oan, en klauden deroan om te besykjen him iepen te skowen. Doe't se ûntdieken dat er tichtspikere wie, sprongen se nei links in tsjustere lege stâl yn. Se kladderden bij in muorre op en prebearren om oer de krêbe hinne troch in rûtsje te ûntsnappen. Mar it rûtsje wie lyts. Wylst Free de hele tiid op har ynhufte, hiene se net de tiid om har dêr trochhinne te wrotten. Dêrnei woenen se bij de muorre opklimme nei de balken dêrboppe. Se klauden in eintsje omheech, mar rekken dan har hâldfêst wer kwyt en foelen hieltyd wer del.

Free gisele en swaaide en gisele. It stangbit rekke har fansiden en fan boppen en yn de lingte. Hij snikte, suver blyn fan lilken. ‘Jim gemene ferdommelingen, in earm beest sa te narjen, wylst it oan in krêbe fêstsit en net bij jim komme kin. Jim smearlappen, ik slaan jim dea.’

Tommy en Clarence doeken op 't lêst yninoar yn it tsjusterste hoekje fan de stâl, en makken har sa lyts mooglik.

Bij dat alles ferskynde ynienen syn mem him foar de geast. ‘Jonge, Free toch, haw ik dij hjirfoar opbrocht, om in moardner te wurden, in jonge fan Ada?’

Free hold op. Syn mem hie gelyk. Hij koe net samar minsken deameitsje. Heit hie sein, slaan se ynelkoar ast wis bist datst gelyk hast. Mar dy hie neat sein oer har dea te slaan. Hij stapte achterút, draaide har de rêch ta, en gong werom nei de stâl fan Tip, dêr't er har helter ophong.

Noch neisnikjend skode er nêst Tip om har oer it skouder te streakjen, en hij joech sels har noas in krûpke. It mais wie lekker. Tip wie it pjukken yn har achterst al wer fergetten en hie der net safolle nocht oan om krûpkjes op de noas te krijen. Se skodde mei de moannen en liet it túch rattelje.

Alfred ❁ 42

Alfred siet om trije oere de middeis in kop kofje te drinken, doe't de telefoan boppe syn holle rattele. It wie dominy Donker.

‘Alfredson?’

‘Ja?’

‘Soenen jo fan 'e jûn yn de konsistoarjekeamer komme kinne?’

‘O jawol, hoe let?’

‘O, we begjinne meastal om acht oere. Stel dat jo der om healwei njoggenen binne?’

‘Ik sil der wêze.’ Alfred hong op.

Ada, dy't ek siet te kofjedrinken, seach him freegjend oan. ‘Wêr gong dat oer?’

Alfred loek oan syn ear. ‘Wit ik net.’

‘Binne we achter bij it beteljen fan it lidmaatskipsjild?’

‘Nee. We ha alles kreas betelle. Undertusken is myn geweten skjin en haw ik in stek te meitsjen.’ Alfred loek wer oan syn ear. ‘Dy ferhipte Sam Young is de meast strieminne boer dy't ik oait sjoen haw. Hij bekroadet him noait oer syn helte fan it stek.’

Underweis nei de gearkomste yn de konsistoarjekeamer dy jûns, siet Alfred te prakkesearyjen oer wat dat neat mei dominy syn telefoantsje te meitsjen hie. Syn hier, ienris raveswart, wie hast helendal wyt wurden, en toch wie er noch mar seisentritich. As er yn 'e spiegel seach, seach er it gesicht fan in jongkeardel, mei in glêde foarholle, gjin tearkes om syn eachshoeken, gjin rimpels om de mûlshoeken hinne. As er dat ferdulde wite hier net hân hie, koe er maklik foar ien fan fiifentweintich trochgean. En hij fielde him ek fiifentweintich.

Fregen alle manlju fan middelbere leeftyd har sokke dingen ôf? Miskien fûnen oare manlju harsels ek jong, en seagen se harsels bij it sjen yn 'e spiegel as noch bloedjong, wylst se yn de eagen fan oaren presys sa âld liken as se wienen. Seisentritich, dan seisentritich. Sechtich, sa't syn heit wie doe't er stoar, dan sechtich. Alfred frege him ôf oft syn heit him sechtich field hie, doe't er dy simmer nôt foar him stûke hie. Hij hie dat dien as in jongkeardel.

De proof soe komme as Ada komme soe te stjerren. Dat soe maklik

kinne mei dat ûnwisse hart fan har. Mocht God ferhoedzje dat dat gebeure soe, fansels. Mar stel dat se dat die? Soe hij in oare frou trouwe wolle fan deselde leeftyd? Ien sa âld as Ada? ‘Nee,’ sei er lûdop wylst er it tsjerkepaad opdraaide. ‘Nee, ik tink dat ik leaver in jongere frou kieze soe. Ik soe mij better thúsfiel bij ien fan sa’n twaentweintich.’ Alle freondinnen fan Ada seagen derút as grôtfolle nôtsekken.

De tsjerkerie kaam gear yn in smel sealtsje krekt nêst de tsjerkeyngong. Dominy Donker siet oan it haad fan in lange tafel, seis diakens sieten oan ien kant en seis âlderlingen oan de oare. Dominy hie syn wenstich swart pak oan. Hij tyspele mei syn horloazjeketting. De measte manlju rookten sigaren, inkelden har favorite piip. De lucht yn it sealtsje wie blau fan de tabaksriik. Allinne âlderling Etten siet te prûmkjen. Der siet ien frou yn it sealtsje, frou Holtup, en dy siet fansiden op in rjochte stoel.

‘Doch de doar mar ticht, Alfred,’ sei de dominy mei in knikje. ‘En do kinst in stoel nimme bij de muorre dêre, nêst frou Holtup.’

‘Duorret dit lang?’

‘Nee.’

‘Dan bliuw ik stean. Ik ha noch wat putsjes te dwaan.’

‘Sast wolst.’

‘Wat kin ik foar jim dwaan?’ Der klonk wat kielgeskraab, men seach wat ûngemaklik, en âlderling Etten seach him op in nuvere manier lilk oan.

Dominy streake syn boarstelhier achteroer. ‘No, Alfred, sawol âlderling Etten as frou Holtup hjirre hawwe -’ en hij glimke syn gouden toskens bleat - ‘in klacht yntsjinne oan de tsjerkerie oer jim Free.’

‘Wat kin dy dan yn godsnamme útheefd hawwe?’

Dominy lei beide hannen boppe op de brune tafel. ‘In heel protte, sa’t skynt.’ Hij resitearre de feiten oer hoe’t de jonge Alfred Alfredson, in doopt lid fan de tsjerke, Clarence Etten en Tommy Holtup, ek doopte leden fan de tsjerke, op it terrein fan de tsjerke, achter yn de tsjerkeskuorre, mei in duvelsk wapen, bekend as in swier stangbit, in wan bruien jûn hie, en dat er úteinlik helendal woest wurden wie, sizzend dat er de niisneamde Clarence Etten en Tommy Holtup deameitsje woe.

Alfred syn hart makke in sprong. Syn jonge hie dy twa grouwe lomperks in pak op ‘e hûd jûn? ‘Mei ik freegje wat Clarence en Tommy dien hawwe, dat ús jonge dat die?’ Hij seach âlderling Etten rjocht oan. Dy treau mei syn tonge syn prûmke fan it iene wang nei it oare.

‘Se wienen as jonges allinne mar wat oan it boartsjen yn ‘e skuorre.’

‘Wat boarten se dan?’

‘Se pleagen allinne mar it hynder fan jim jonge. In bytsje mar.’

‘Ja,’ snûfde frou Holtup, ‘ús jonge makke allinne mar wat wille.

Seker net wat dat it skriklike pak op 'e hûd fertsjinne dat er krigen hat.' Se skodde har âlde grize holle mei it swarte huodsje hinne en wer. 'Och, hij hie sokke freeslike bûden oer.'

Dominy kaam tuskenbeide. 'Alfred, se jouwe feitlik beide ta dat har jonges jim Free syn hynder treiteren, mar.'

'Hoe treiteren?'

Dominy draaide him nei Etten ta. 'No, John, fertel it him mar.'

Mei tsjinsin, en syn prûmke ferskeidene kearen yn syn mûle ferskowend, fertelde âlderling Etten noch wat mear.

'Hm,' sei Alfred. 'Dominy, haw ik it rjocht ien ferklearring ôf te lizzen?'

'Jawis wol.'

'En haw ik ek it rjocht om frou Holtup en de âlde John Etten hjir elk in fraach te stellen?'

'Jawis al.'

'Goed dan. Sjoch, ús Free is tsien jier. Dat is myn ferklearring. En myn fraach is dizze: frou Holtup, hoe âld is jim Tommy?'

'No, jo witte bêst dat er sechtjin is.'

'En John, jim jonge?'

'No, krekt itselde, sechtjin.'

Alfred draaide him om nei de dominy. 'Ien jonge fan tsien tsjin twa jonges fan sechtjin. Dominy, dat is alles wat ik oer jim klacht te sizzen ha. Goejûn, hearen. As jim om wat oars ferlet fan mij hawwe, jim witte wêr't ik wenje.'

Free ❁ 43

Op in winterjûn kaam Wilmer Youngman en syn famylje del foar in besite. Youngman wie it earste bern fan muoike Josephine bij har earste man en net echt famylje, mar wie toch op sekere manier besibbe. Youngman koe skerpe fragen stelle en brocht Ada faak oan it laitsjen. En wat syn frou oangie, dy sei noait boe of ba en hie altyd in blik yn har brune eagen, krekt as wist se in geheim oer har man. Se hienen twa bern, Wilma, dy't in jier jonger wie as Free, en Joseph, dy't like âld wie as Albert.

Tafallich hienen Albert en Everett op de flier fan de bijkeuken al in heel grutte stêd boud. Sa no en dan liet Ada har dêr boartsje om se foar de fuotten fan Alfred wei te heljen. Sijself wist wol hoe't se om har tuorren en wolkeskrabers hinne stappe moast. Se wie wend rekke om oer babys en jonge hûntsjes en katsjes en pykjes hinne te stappen. It die bliken dat Joseph goed mei blokken boartsje koe. Hij wist hoe't je mei

in auto troch de strjitten ride koenen en in toer wer opbouwe koenen as dy omfallen wie. Albert en Everett lieten him mei har boartsje.

Sa koenen Free en Wilma ek tegearre boartsje. De folwoeksenen sieten yn de wenkeamer bij de rintfearplanten. Free besleat om aardich tsjin syn besite te wêzen. Omdat se nei alle gedachten letter allinne mar itensiedster wurde soe, lykas har mem, liet er har sjen hoe't Ada har keukenkast wurke en wêr't se har resepten bewarre. Wilma sei neat. It iennige dat se die, wie him achternei te rinnen. Se hie in grienfluwielen jurkje oan. Se hie swart hier en dêrtroch glânzgen har brune eagen as fan in skoathûntsje. Se wie like slank as Constance Bowman. Free naam har dêrnei mei nei de oerdutsen stoepe om har Ada har jam sjen te litten. Ada sette graach de datum op har potsjes, mei in sechje derbij, oer hoe't it waar wie doe't se it makke en sa. Soms skreau syn mem heel skrandere dingen.

Wilma sei noch altyd neat. Se stie dêr mar op de skeane kelderdoar en leunde tsjin de muorre mei har fluwielen búk wat nei foaren boljend. Troch it rútsje bij de rjemmeskieder foel der in swak ljocht fan de gaslampe yn de keuken, krekt genôch om har grienfluwielen jurkje op har búk wat sulverich kleurje te litten. Free stiek syn hân loom út en lei dy op har búk en streake dy as wie it in katsje. Wilma like it wol lekker te finen dat er har oer de búk streake. 'Wat is dat glêd,' sei er, 'krekt kattedier.'

Wilma sei lang om let wat. Se prate op lege flústertoan. 'Us mem hat him fan in âld jurk fan har makke.'

Free besleat dat dit selskip achterôf besjoen toch net sa min wie. Gjinien yn 'e hûs, de âlderen noch de bern tochten oan har. Hij en Wilma koenen dwaan wat se woenen. Hij gong troch mei streakjen. Bij elke beweging fan syn hân stiek se de búk noch wat mear foarút, as in kat dy't syn sturt omheech stekt.

'Ja, dat fielt heel lekker.' Free wie ferheard te fernimmen hoe heas syn stim wurden wie.

'Ja.'

Syn hân dwaalde dat út nei dêr't har skonken bijinoar kamen. Hij frege him ôf hoe't Wilma has poeske wie. Omdat se wol lekker fûn hie wat er dien hie, strûpte er har fluwielen jurkje omheech, stiek de hân yn har ûnderbroekje, en rikte nei ûnderen. Fuort doe't er dat die, die se har skonken faninoar en stiek se de heupen nei foaren. Se hie dêr twa lege rântsjes hûd.

Der begûn wat libben yn Wilma te kommen. Se draaide mei har poeske as koe se net genôch aaid wurde. Even letter griep se him bij de earm, de earm dy't har streake, en omklamme dy as woe se der mei trouwe. Undertusken ûntdiek Free dat der besite bijkommen wie,

ditkear bij him yn 'e broek. It wie ek noch it soarte besite dat der gjin muoite mei hie om foar syn rjochten op te kommen. Ynienen klampte hij himsels oan har fêst as in holder dy't om de nektar yn in tomateblom dûkt.

Krekt op dat stuit hearde er syn heit yn de keuken praten, oare kant de muorre. Deabenaud slagge it him nei links te hingjen en troch it rûtsje te sjen. De famylje Youngman gong nei hûs. Se sochten har jassen op. Ferdoarje. Wie er no mar earder de stoepe yngongen mei Wilma. No goed, oare kear.

Wilma waard ek kjel. Se spatte bij him wei en seach him oan as hienen se in bytsje rúzje hân. Dy blik bêde de besite yn syn broek del. Tsjin de tiid dat se tegearre de keuken ynstapten, seagen se der út as in stel ûnskuldige bern.

In pear wike letter begûn haadmaster Ardman mei it oefenjen foar it krystprogramma. De trije heechste klassen soenen it programma fersoargje. Guon bern moasten in kristlik gedicht foardrage, oaren dienen mei oan in sinnespul, en allegear songen se mei yn it koar.

Free waard frege om in lang gedicht op te sizzen, 'It Gebed fan it Bline Bern'. It die bliken dat syn mem as jong famke dat gedicht opsein hie en dat se Obert Ardman even spesjaal frege hie oft har jonge dat opsizze koe. Se hie noch altyd de tekst dêrfan, in stik karton mei it gedicht yn har hânskrikt dêrop plakt. Dat hânskrikt like in protte op dat fan Free. Hij learde elke dei in pear kûpletten, oant er se alle trettjin glêd út 'e holle koe. Ada holp him soms as se oan it striken wie. Der wie wat yn har manier fan dwaan dat him goed lette liet op de ynhâld fan it gedicht. Der kaam in stjergefâl yn foar.

Haadmaster Ardman besleat dat it koar in gesang sjonge moast en in krystliet. Se begûnen te oefenjen op it gesang, 'It wie in heldere nacht'. Hij pleatste de jonges yn de achterste twa rigen en de famkes yn de foarste twa. Guon fan de famkes koenen mei in altstim sjonge, dat hij sette dy apart fan de sopranen. Mar de jonges wienen noch altyd sopranen.

Haadmaster Ardman hold trije jonges bûten it koar. Ien fan har wie Billy Donker, dy't te lûd song. Ardman frege him om in solo te sjongen, dat dan koe er net kleie. De oare twa jonges wienen Tommy Holtup en Clarence Etten. As dy songen, klonk it as in holle hikkepeal dy't jankte yn de hurde wyn. Boppedat stieken se boppe de oaren út en bedoaren sa it kreaze rige-achter-rige stean fan it koar.

De earste kear gong it bij it gesang goed. 'No,' sei de haadmaster, 'it liket derop dat we hjir net folle op oefenje hoege. Der wurdt in bytsje falsk songen, en Fredrika, ús earste sopraan hjirre, klinkt wat te fel. As

se sa trochgiet, sille we har freegje moatte om mei Billy Donker in duet te sjongen. Mar alles bijelkoar, it koe minder, it koe minder.' Hij seach de alten, Nelda Brewster en Ruby Young, waarm glimkjend oan. 'En ús alten koenen net better.'

Free fernaam dy deis dat er in kikkert yn 'e kiel hie. Nei de earste pear noaten ferdwûn dy en hij koe wer de hichte yn gean mei de oare jongessopranen om him hinne.

'Goed. We geane der noch ien kear trochhinne.' Ardman blaasde op syn sulveren stimfluitsje en begûn de mjitte te slaan mei it fluitsje as dirigearstokje. Bij it op en del en hinne en wer swaaien skittere dat yn syn rjochterhân. Se songen út folle boarst, de mûlen iepen, in stel jonge readboarstkes dy't nei de wjirmen haptten.

'Frede op ierde, en yn de minske in wolbehagen.'

Ynienen, krekt doe't Free it wurd 'minske' song, wie de kikkert werom en kwêke lûd. Hij slokte en die wer mei bij it wurd 'hege'. Ta syn ferbjustering kaam de kikkert sels noch slimmer werom. Hij prebearre der doe mei geweld trochhinne te batsen, tinkend dat er de kikkert derút blaze koe. Mar syn stim bleau leech, sa leech as syn heit meastal song. En it slimste wie, hij koe dêrûnder net iens wize hâlde. Hij song falsk.

'Even ophâlde,' rôp haadmaster Ardman en stiek de hân op. 'Der giet dêr wat mis.' Hij seach it koar bijlâns. 'Ik leau dat ik it dêr hearde. Jim famkes, even net sjonge, wylst de jonges in kûplet allinne sjonge.' Hij stiek syn rjochterhân omheech: 'Goed dan, ien, twa, trije,' en hij liet se begjinne. Free wist wol wa syn stim oft dat wie. Hij skrabe syn kiel even fûleindich, en omdat der gjin slym loskaam, tocht er dat syn stim no wol ynoarder wie. Hij besocht wer te sjongen.

'De harpen mei har gouden klank.'

Ferhip! De kikkert wie der noch altyd. En dy kwêke fûler as oait.

'Stop!' Ardman hold syn sulveren dirigearstokje omheech. 'Ik leau dat ik wit wêr't dat wie. Free, soest dat kûplet even allinne sjonge wolle?'

'Ikke?'

'Ja. Ik jou dij de toan.' Ardman blaasde op syn sulveren stimfluitsje. 'De harpen -' en hij joech oan dat er begjinne koe. Free krige in kleur, en trille omdat er allinne sjonge moast foar alle oaren. Op it lêst sette er útein: 'De harpen -' De kikkert wie no fuort, mar yn syn plak wie de stim fan in folwoeksene kommen, in suvere bariton, krekt as bij syn heit.

'Ho mar.'

Alle bern moasten laitsje, foaral syn achterneven.

‘No, gjin lichtsinnichheid bij sa’n ernstige saak as in krystprogramma, graach.’ Ardman tocht even nei en loek oan syn ear, sa’t Alfred soms ek die. ‘Free, hoe âld bist no?’

‘Tsien, hast alve. Oare moanne alve.’

‘Free, ik bin bang datst wat se neame it burd yn ’e kiel hast. Dat dyn stim is de kommende tiid wat ûnwis. We kinne him net fertrouwe.’ Ardman glimke even spesjaal nei Free, as bewûndere er wat Free syn stim wurden wie. ‘Mar tagelyk sille jim heit en mem teloarsteld wêze dij net op it podium te sjen mei dyn maten. Dat ik stel it folgjende foar: do baust de wurden stil nei en sa, dat it liket datst mei de oaren meisjongst. Op dy manier sil gjinien sjen kinne datst hjoed ynienen in man wurden bist.’

Free syn achterneven snúfden lûd. Free frege him ôf oft dat wol earlik wie foar Tommy Holtup en Clarence Etten. Dy wienen it koar úttrope omdat se in lege kreakjende stim hienen. Mar dy wienen der net bij om kleie te kinnen, dat Free besleat om neat te sizzen. Hij wie net sa wis oft er it wol aardich fûn om oars as de oaren te wêzen.

Haadmaster Ardman seach de Englekingneven even grimmitich oan. ‘No, ik ha der wolris fan heard dat lju in wyske nûnderje koenen, mar hjir ha we wrachtich in gefal dat jaloerse minsken in wyske snuve kinne.’ Hij seach Free wer even heel aardich oan. ‘Ferjit har mar, Free. Do stiest dêrboppe. En konsintrearje dij mar op in earsteklas foardracht.’

De krystdeis bliek it prachtich waar te wêzen. In felle gouden sinne skynde op in mear as in hânbreed dikke laach farske snie. Alfred helle de bobslide foar it ljocht, bediek de boaiem mei tsjok giel strie, smiet der in pear hynstetekken bij foar Polly en Nell, de skimmels, en ried nei foaren bij de hiemshikke. Iderien stapte deryn yn ’e sneinske pronk. Se droegen allegear in sjaal oer de noas.

‘Fuort.’

Der stie gjin wyn en salang’t de fuotten waarm bleauwen, ferklomme gjinien. Alfred stie foarop yn syn grutte bûntjas. Hij briek de wyn foar Ada dy’t achter him stie. De bern stienen yn ’e midden. De túchringen rinkelen hieltijd itselde wyske. Soms stjitte de slide tsjin in richel beferzen iis en glied dan fansiden, dat de bern it útgeiden. Der lei safolle snie op de brêge oer de Little Rock dat de planken foar ien kear net rattelen. In pear swarte roeken fleagen út de waaibeammen fan Tamming wei en setten koers nei de esken bij de rivier.

Doe’t se bij it tsjerkepleintsje kamen, holp Free syn heit om de hynstetekken oer Polly en Nell te flijen en se setten de hynders yn de skuorre, wylst Ada en de bern hastich de tsjerke ynrûnen nei har

favorite bank healwei it noardlike middenpaad. De measte minsken kamen yn har bobslide of yn har lichte hynsteslide. It duorre net lang of de snie bij de tsjerke wie plattrape. De brede doar fan de hynsteskuorre stie fol mei heiten yn har bûntjassen dy't noch even fluch rookten foar it nei binnen ta gean. Alfred syn waskebearejas wie de langste en de donkerste. De rook fan tabaksriik en de geur fan fyntrape hynstedong makken it dêr smûk en gesellich.

Free gong bij Alfred wei om syn plak op de foarste banken yn te nimmen bij de skoalbern fan Ardman. De tsjerke siet grôtfol. Lytse bern en babys wienen bliid om nei binnen gean te kinnen, dêr't it waarm wie, en wienen foar ien kear stil. De minsken seagen nei elkoar wêr't se sitten gongen en prebearren te sjen wêr't har bern foar yn tsjerke sieten.

Om presys ien oere gong dominy Donker oerein tusken de minsken en iepene it programma mei in gebed. Syn preekstoel wie fan de ferheging ôfhelle en oan 'e kant setten. Tsjin de tiid dat er it amen útspriek, wiene de heiten binnendript bij de skuorre wei en hienen se útfûn wêr't har gesinnen sieten. Dominy joech doe de lieding oer oan haadmaster Ardman, mei de segen fan God.

Alle bern holden en droegen har foarbyldich. Om de beurt marsjearden se nei it poadium en songen se of droegen se har stikjes foar. Heiten, en foaral memmen, kipen om elkoars hollen hinne om mar sjen te kinnen hoe't har bern it dienen. Se swolden op fan grutskens as har bern it echt goed dienen.

Free lipsong de wurden fan it gesang en it krystliet stil mei, wylst de oaren echt songen. Hij fûn it eigenlik mar in spultsje fan neat. It wie eigenlik bedroch, ek al wie it goed bedoeld. Haadmaster Ardman frege de gemeente en it bernekoar twa kear om mienskiplik te sjongen, ien kear 'O lytse Davidsstêd,' en de oare kear 'Stille Nacht.' Der klonk elke kear in nuveraardich lûd fan geskufel en gerûs fan klean as de minsken oereinkamen om te sjongen en dan wer sitten gongen. Guon fan de dikke froulju yn tsjerke koenen sjonge as oargels en mochten graach stean gean om har út te libjen.

Free syn foardracht wie it lêste stik, krekt foar de segen en it útdelen fan geschenken. Haadmaster Ardman gong oerein en kundige him oan. 'En no harkje wij nei "It Gebed fan it Blinje Bern", lykas foardroegen troch Alfred Alfredson.'

Free gong stean, stampde út de bank wei bij de knibbels fan de oaren lâns, marsjearde it middenpaad lâns en klom it poadium op. Hij stie foar de gemeente, presys op it midden fan it poadium, en begûn mei:

"De minsken sizze tsjin mij, heit,
Jo trouwe jûn in oare breid.

En yn jo earms leit jûn in oar,
Op 't plak dêr't leave mem ferstoar.”

It wie krekt as wie alles foar him leech wurden. It wie krekt as stie er foar in sulveren mist yn tsjerke. Hij koe gjin inkeld gesicht ûnderskiede, sels net de rigen of de middenpaden. Dat kaam foar in part omdat de heldere middeissinne him rjochtstreeks beskynde troch it rûne kleurde rût heech yn de apsis.

“De minsken sizze wol tsjin mij,
Sij hjit, as mem, ek fan Marij,
Mar heit, is sij wol blier en trou,
Lykas jo earste leave frou?

Freegje mij net, o leave heit,
Dat ik temjitte gean jo breid.
Ik kin net rinne troch de doar
Dêr't iens myn leave mem ferstoar.”

De skerpe sinnestriel like wat te dimjen, en brânde doe o sa skerp yn syn eagen. Hij besocht om troch de mist krekt foar de râne fan it poadium hinne te boarjen. Hij woe yn de minskesee it gesicht fine fan syn mem. Hij wist presys wêr't syn heit en mem sieten, mar al wie it noch sa, hij koe se net fine.

“Mar as ik mij yn sliep gûld ha,
Slûp dan, heit, nei myn bedsje ta,
Mei nije mem op sachte foet,
Want ik moat sa faak skrieme hjoed.”

Hij harke nei hoe't syn stim klonk. Dy like wol goed te wêzen. Helder. Fêst. Hij fernaam dat it heel stil wie yn de tsjerke. Dat betsjutte dat de minsken, wêr't se ek sieten, mei respekt taharken. Hij makke op de goede mominten mei de hân in beweging, sa't master Ardman him leard hie, en wiisde mei de rjochterhân nei de earste mem en de linkerhân nei de nije mem.

“En noegje nije mem dan út
Dat sij mij jout in leave út
Op 't brânend wang, sa't ek altyd ...
Mar heit! Jo wang is ek fan triennen hyt.”

Free soarge der goed foar om bij de útrop ‘heit!’ in stap achterút te dwaan, as wie er echt kjel wurden in heit gûlen te sjen.

“Lit mij op knibbels nêst heit sinke,
En smeeke, Heare, wol jim skinke,
Op libbens lange swiere wei -”

Free heve dramatys de hân -

“De kracht foar elke nije dei.”

“Sa bidden dêr dy twa; sij spriek:
‘No bin ik wurch, heit.’ En hij diek
Har soarchsum ta op ’t smelle bêd,
Syn leave lytse faam, sa wurch en mêd.”

De minsken yn de tsjerke waarden no echt stil. De sinne wie in tombreed fierder oer it rûne kleurde rût gliden. Even glânzge in sinnestrieltsje gouden op syn eachteisters; en wie wer fuort. As troch in wûnder wie de sulveren mist ferdwûn, en dêr foar him siet rige nei rige fan de mannichten. Skaren folk. It wie amper te leauwen dat der safolle gesichten op ’e wrâld wêze koenen.

Ien fan de gesichten beweegde. It wie mem. Se glimke him ta, mei triennen yn de eagen. Nêst har siet heit, de holle foarút mei syn dryste glêde noas. Lytse Jonathan siet tusken har yn, mei Everett en Albert oan wjerskanten. Hij wie it lêste kûplet ynienen kwyt. Achter yn syn kiel fieldde er in opkommende panyk. Heare. Dy rigels koe er no mar better net fergetten wêze.

Hij tocht oan hoe’t syn mem har hânskrift op it karton der útseach. Se hie de oanwenst om har haadletter T suver as in F te skriuwen, har lytse l’en fanelkoar te skieden yn ’e midden fan in wurd, en om elk wurd ôf te sluten sûnder sturtsje. In byld fan it hele gedicht kaam him wer foar de geast, en yn syn ûnthâld gong er mei de finger de kûpletten bijlâns, oant er bij it lêste kaam.

“Doe’t hij him omdraaide te gean,
In blide gjalp - en hij bleau stean -
Fan lok omstriele wie har mûltsje tear -
Syn bline faam wie bij de Hear.”

It wie foarbij. Hij stapte út it skeane sinneljocht wei en fan it poadium ôf en werom nei syn bank. Dominy gong de gemeente foar bij it sjongen

fan it lof. Free song net mei. Hij harke ta, fan syn rom genietsjend. Nei de tiid wie iderien fleurich. De minsken gongen oerein dêr't se sieten en kletsten en laken. Al gau kamen se nei foaren en priizgen alle bern om it echt moaie programma.

Trije diakens mei nôtsekken oer it skouder parten appels om, in sinesappel, en in pûdsje snobbersguod foar elk bern. De babys krigen ek kadootsjes, in stokje kleurige pipermentkandij.

Free koe der net oer út hoe grut dy sinesappels wienen. Dy wienen hast sa grut as in babyholtsje. Dat soe wol in skoft nimme om dy op te iten. Hij besleat sinent te bewarjen en him stadich thús op te iten, fearntsje nei fearntsje. Sa soe krysttiid langer duorje. Dat wie ien manier om te fergoedzjen dat heit en mem earm wienen en net mear kadootsjes jaan koenen.

Free * 44

Yn april waard it waarmer en Ada frege oan Free: 'Soest wolris in nacht bij Johnny Engleking útfanhúzje wolle?'

'Wêrom bij him? Hij mei mij net sa graach lije.'

'O, kom no. Hij mei dij bêst lije.'

'Boppedat, syn heit en mem binne loai.'

'No no, Johnny syn heit is echt in goeie man. Echt wier. Dikke John is eigenlijk sels skerpsinnich.'

'O, mem.'

'It is wier. Ik ha respekt foar him. Sels de dominy wit soms gjin antwurd op syn skerpe fragen.'

Free moast tajaan dat dikke John in apart man wie. Hij wie wierskynlik de sterkste man yn 'e omkriten. Syn heit mocht graach fertelle hoe't er in kear in stik tou fan de heatakel mei de bleate hannen midstwa skuord hie. Free hie sels sjoen hoe't dikke John Con Etten, de broer fan Clarence, ta bedarjen brocht hie. Con hie soms tafallen en op de lêste Tinkdei fan de Fallen Soldaten wie er ynienen begûn in buggy mei de hannen útinoar te skuorren. Dikke John hie gewoan de earms om him hinne slein en him fêstholden oant er kalmearre wie. Dikke John hie ek syn grappige kant. Yn tsjerke, as er fernaam dat der in jonge achter him nei him seach, dan liet er al it hier op syn holle foar en achterút wibelje, krekt as siet er te knikken, wylst feitlik syn holle helendal net beweegde. Hij koe in bern yn tsjerke smoare litte fan it laitsjen, wylst er sels mei syn earnstige blauwe eagen nei dominy siet te stoarjen.

Ada sei: 'Der is moarn gjin skoalle en jim heit giet moarn nei dikke

John om woarst meitsje te litten fan ús lêste slacht. Dat, dan kinst mei. We helje dij dan sneon wer op.'

'Mar wêrom moat ik no sa ynienen nei Johnny ta? Hij sjocht mij altyd mei de noas yn 'e hichte oan, as it om mij giet. En foaral sûnt ferline wike.'

'Wat wie der dan te rêden?'

'O, niks eigenlik. We wienen oan it ynspyljen en ik rekke him mei in strakke bal yn it liif. Hij waard read yn 't gesicht, begûn helendal te triljen, krige de bal op en woe net mear mei ús spylje. It wie syn bal. Hij makke alle bern liik op mij.'

'Dat is miskien in reden te mear om te gean. It wer goedmeitsje.'

'Moat ik dat dan dwaan?'

'Ja. Syn mem, Etta, belle hjoed om te freegjen oftst komme koest. Johnny en Albert ha beide frege oftst net in kear in nacht oerbliuwe koest.'

Free syn eagen seagen ferheard op. Hee, miskien hie er him fersind te tinken dat se him net lije mochten. Hij sei dat er wol woe. Ada liet him syn tuskenbeidene klean oanlûke. Om likernôch fjouwer oere rôle Alfred bij dikke John it hiem op.

Dikke John hie krekt in nij hûs boud en it giel opferve. Hij hie ek de âlde skuorre fris read ferve mei in wyt rântsjie. Mar de rest fan de pleats wie noch altyd frij rommelich. Hij hie de minne oanwenst in ploege of harke, as er dêr mei klear wie, oeral omtoarkje te litten op it hiem, yn pleats fan se op te rêden yn de masineskuorre. 'Wat in troep,' sei Alfred, wylst er de auto om it rûnslingerjende ark hinne stjoerde. 'It is in wûnder dat se har eigen reet noch skjinfie kinne.'

Johnny en Albert kamen mei in laits op it gesicht it giele hûs útsetten. Se hienen reade wangen en har hier ljochte fan ûnder de klep fan har pet wytgouden op. Se sjokselen nei de hiemhikke.

Alfred sei: 'Wêr is jim heit, jonges?'

'Jo moatte yn 'e hûs even in kop kofje mei him drinke,' sei Johnny.

'Goed. Doch ik.' Alfred sette de motor út en gong yn 'e hûs.

Johnny begûn te triljen. 'Honkbal spylje?'

Free seach him even rjocht oan. 'Ik ha myn want net meinommen.'

'Wij ha wol in pear.'

'Hast in slachhout?'

'Ja. Ien fan heit syn barsten slachhouten.'

'Is dat it slachhout dêr't er op dy Tinkdei de homerun mei slein hat?'

'Ja, dy sloech er oer de rivier hinne.'

'Heit seit dat jim heit in geweldige catcher is. Jim heit sakket yn 'e hoksken en is in geweldich doel om op te smiten.'

'Heit seit dat jim heit in echte curve smite kin. Dy komt helendal yn in bocht oansilen.'

‘Okee. Sille we spylje?’

Se spilen yn de nachtweide achter de skuorre. Johnny en Albert hienen gjin streekjes yn ’t sin en spilen it spul gewoan en sloegen de bal sa fûl as se mar koenen. Se koenen wol mei in slachhout slaan, mar koenen de bal net goed heine. Har hannen sleaten altyd in tel te let om de bal hinne en se makken fansels altyd fouten.

Doe’t it tiid waard foar de kerweikes hellen se mei har allen de kij op. Se fandelen de kolven op foar de kôkkachel en fuorren de droechsteande kij yn it bûthús. De kerweikes fan de Englekings wienen deselden as bij syn heit. Doe’t se de heasolder opgongen om hea del te smiten foar de hynders, frege Johnny oan Free oft er oait mei himsels boarte hie oant er yn ’e sûs rekke. Floris Haber hie him deselde fraach steld.

‘Nee.’

‘Dat soest ris in kear besykje moatte.’

‘Do wol dan?’

‘Jawis. Wij beide. Albert kin dat noch net, mar ik wol. Man. Earst is it gewoan leuk, witste. Dan begjinst der heel fûl nei te sjen, sadatst ferjitst wêrst bist, en dan wurdt er heel gleon en falst suver flau. It is hartstikke lekker.’

It âlde leechlânshea roek nei in willich hynder. De sakjende sinne bûten makke de lucht yn de hege heaberch rôzich. Boppe har klonk it lûd fan slaande wjokken. Dy sloegen sa fûl dat it te hearren wie tsjin de houten dakpannen fan de skuorre. Der klonk ek hieltyd wer it ientoanige gakjen fan grutte fûgels, soms twa kear achterinoar. ‘Gak. Gak.’

‘Hee,’ sei Johnny, ‘dêr binne de guozzen wer. Kom mei, dat moatst sjen.’

Se glieden fan de heasolder ôf en draafden bûten it bargehok foarbij. Johnny hold de hân foar de eagen tsjin de reade sinne. Hij wiisde op in sulveren poel oare kant de dyk yn it gerslân fan de buorman. Ferskillende V-foarmen fan guozzen saaiden út de reade loft wei nei de lange poel. En elke kear as in goes it sulveren oerflak rekke, kolke it omheech as wie it bloed.

‘Man, dat binne knapen,’ sei Free.

‘Jaseker.’ Johnny seach nei hoe’t se út it suden wei oansilen kamen. ‘Jammer dat se yn de maityd net goed smeitsje.’ Wylst de fûgels delsaaiden, waard de hele poel in pear minuten lang in as troch in rjemmeklopper opkloppe read oerflak. Doe waard de fiver wer fan sulver en dêr boppe-op swommen hûnderten snieguozzen. De fûgels foarmen groepen en doe like it as leinen der lange wite sniebanken oer it sulverblauwe wetter.

Dikke John rôp út de skuorre wei: ‘John? Tiid om te melken no.’

Bij dikke John gong it melken krekt as bij Alfred. Dikke John keas

de bêste kij, en fansels de taaie rierren, wylst Johnny en Albert de kij dienen dy't droechset waarden.

Dikke John nêst in ko sitten sjen, dat wie wat. Hij wie sa breed yn it achterste dat de tuolle dêr't er op siet op in keutel like dy't dêr útkaam. Syn búk kaam sa fier nei foaren dat dy tsjin it liif fan de ko oankaam en hij amper romte hie om bij de oeren te kommen. Der wie helendal gjin romte foar de molkamer tusken syn knibbels, dat hij moast dy ûnder it jaar op de betonnen fier sette. Syn hannen wienen sa breed dat hij in oer mei de tomme en twa fingers dêrnêst melke moast. Mei syn ringfinger en pink omheech like er op in melker dy't in deftige manier betocht hie. Hij hie in strieën huodsje op syn ûnbidich blond bosk krolhier. Hij like wat op in grouwe snieman dy't in ko molk.

Doe't se mei har allen om de iterstafel sieten, die dikke John in gebed dat folle koarter wie as dat fan syn heit. Hij sloech in stikmannich sûnden oer. It frjemdste wie noch dat er oan tafel siet mei syn striehuodsje noch op. Dat soe syn mem seker net goedfûn hawwe. Wylst dikke John bidde, seach Free tusken syn fingers troch nei wat se ite soenen. Der wie in soad fleis, bret kowefleis, brette bargekarbonaden, bakt spek, snijde woarst, snijd rikke fleis. Der stie in skaal mei bytsjes. En der wie gjin bôle of bûter en hij seach gjin jam, en ek gjin neigesetsje.

'Free?' Hij die de fingers fierder faninoar en seach op.

'Dyn beurt.'

Hij krige in kleur. Se wienen klear mei bidden, sels de bern, en se hienen him derop betrape dat er ûnder bidden sjoen hie. 'Hear segenje dizze spiis, amen.'

Dizze iene kear laken Johnny en Albert him net út. Se fielden mei him mei en woenen dat har heit en mem him goed selskip fûnen.

Oan har ein fan de tafel bij de kachel draaide dikke Etta har stadige blauwe eagen yn de rjochting fan dikke John. 'Dat lid, John. We ha besite.'

Dikke John tute syn grouwe reade lippen. 'Do witst dat ik him oan tafel draach, besite of net.'

'Mar no net. Wês wat beleefd. Dit is Ada har bern.'

Dikke John sette syn favorite huodsje ôf en lei him op de Bibel nêst him op it finsterbank. Hij like net lik te wurden, sa't Alfred dat miskien wurden wie.

Se begûnen it iten om te partsjen. Free keas wat fan it droege fleis en in bargekarbonade, mei wat reade byt derbij. As sjú brûkten se klearebare raande kowesmoar. Free liet dat foarbijgean. Syn mem sei altyd dat dikke John syn tûke fan de famylje Engleking stevige fleisitors wienen. Guon fan de Friezen praten oer syn famylje as fleisitors en bierdrinkers en dat it eigenlik fettige Saksen wienen en helendal gjin Friezen.

Free iet earst syn bargekarbonade op. Dy wie kâld oan it wurden en hij koe net oer stjurre fet. Hij moast altyd spuie as er yn stjurre fet biet. De Englekingbern loegen har boarden fol mei grutte poarsjes fan de ferskillende soarten fleis. Se namen elk in reade byt. Dikke John en dikke Etta hienen boarden sa't Free dy noch noait sjoen hie, sa breed as fleisskûtels en sij loegen dy ek fol mei fleis. Alle Englekings ieten mei in smakkend lûd.

Ynienen moast er wer tinke oan dy kear dat er mei syn mem nei grutte John gien wie, doe't dy op stjerren lei, en dat dêr doe dy barga west hienen dy't in deade sûch opfrietten dy't yn 'e modder lei. Gelokkich hie er krekt syn karbonade op.

Dikke John hie in grou stik kowefleis fan de ribbe beet, mei in hân oan beide kanten, en gnaude dêr op om, doe't er fernaam dat Free syn board leech wie. Hij liet syn fleis wat sakje en treau in krekt ôfbiten stik fleis yn syn wang. 'Pak noch mar in stik, jonge.'

'Nee, tankewol, ik bin sêd.'

'Watte? Gjûn wûnder datst sa meager bist. Dik wêze is in segen, jonge. Foaral bij kâld waar.'

'Nee, tankewol.'

Dikke Etta sei: 'Miskien mei Free ús iten net.'

Free woe har graach behaagje. Mar hij wist dat er alles derûnder spuie soe, as er mear fan har soarte iten iet, en dan soenen se echt witte wat er tocht.

Dikke Etta sei wer: 'Miskien mei Free ús iten net.'

Free fernaam hoe't Johnny en Albert har oan him ergeren. Mar syn mage wie sterker en hij skodholle nochris. 'Nee, tankewol. Ik yt meastal net safolle jûns. Us grutte miel thús is de middeis.' Hij hope no mar dat Etta de oare moarns pankoekjes of johnnycake bakke soe, sadat er sjen litte koe dat it wier wie dat er allinne bij it jûnsiten lichtsjes iet.

'Bij ús ek, jonge,' sei dikke John, in hompe fleis noch yn syn wang.

Free wie ferbjustere. 'Jo bedoele, jo ite middeis noch mear?'

'Jawis.'

Free flapte derút: 'In gefal fan barga dy't as barga bargefleis ite.' Hij sei der gau achteroan: 'Dat seit heit, ik net.'

Dikke John syn eagen skuorden blau en ferstuivere iepen. Syn liif skodde as soe er in stûp krije. Syn slokmeganisme die it ien kear. En doe begûn er yn it fleis te smoaren.

Free krige in kaam. 'Heit bedoelde jim net, fansels.'

Smoadend begûn dikke John te triljen, sadat de hele tafel skodde. 'John!' rôp dikke Etta, 'spui it út!'

Free wist net oft dikke John him no ferslokt hie omdat er ynienen lilc wurden wie of omdat er sa laitsje moatten hie. Dikke John rûn

stadichoan read oan, doe pears. Hij wiisde om oan te jaan dat it stik fleis yn syn wang him yn 'e kiel sketten wie. Hij besocht fûl om syn kiel te skraabjen. 'Tsj-ha, tsj-ha.'

Dikke Etta spatte oerein. 'Foaroer stean gean, gau, gau!' Dikke John treau himsels bij de tafel wei en hold syn grutte holle tusken de knibbels. Etta kaam om 'e tafel hinne en begûn mei de hannen op syn brede rêch te bûkjen. Boing, boing. Dikke John rûn swart oan. Mei syn tomme en twa fingers wrotte er yn syn kiel om, wylst de ringfinger en de pink stylfol bij syn noas omwrimelen. Mar syn hân wie te breed.

'John, we sille dij wer op 'e kop hâlde moatte!' rôp Etta. 'Jonges, helpe. Free, do ek.' Se joech dikke John in stevige dúst, en hij rûgele fan syn stoel ôf op syn brede noas, mei de grouwe kûnt omheech. Dikke Etta sloech de earms om ien fan syn ûnbidige skonken hinne, wylst Johnny en Bert triljend de oare pakten, en mei har allen slagge it har, mei grutte ynspanning en stinnend, om him op syn holle te setten. 'Free, meihelpe. Huf him op 'e rêch.'

Free joech dikke John in pear klappen op syn rêchbonke. 'Hurder. Traapje him mei de foet tsjin de rêch, ast net oars kinst.' Dat woe Free net.

'O, God noch ta!' rôp Etta. 'Sa dan.' Se smiet Free John syn skonk ta. 'Hâld do him dan omheech.'

Free moast ynienen wankelje ûnder it gewicht fan wat oanfielde as in beamstamme fan in waaibeam. Hij trûzele hast om.

Under him bij de flier kokhalze dikke John syn op 'e kop setten gesicht mar troch. Dikke Etta trape har skoech út en joech dikke John mei it platte fan de foet in grouwélige skop yn 'e midden fan syn rêch. En dêr fleach it stik fleis oer it linoaleum hinne. 'Aaahh,' goargele dikke John syn omkearde holle ferromme bij de flier. 'Dat is folle noflicher. Set mij no mar wer oerein.'

Dikke Etta leunde nei him oer om makliker mei har man prate te kinnen. 'Bist no wer ynoarder?'

'Set mij oerein,' sei er wer. Doe skopte er syn koarte tsjokke skonken frij, loek se werom en gong rjochtop sitten, mei de rôljende beweging fan in tusken tsjillen hingjende tûne.

Iderien stapte achterút en seach dikke John ûndersykjend oan. Al gau spiede it swarte bloed út syn wangen wei. Binnen in pear tellen, behalve om de eagen hinne dêr't it like as hie er gûld, seach er der wer ynoarder út. Iderien gong wer, mei de eagen rôljend en skodholjend, mei grutte opluchting oan tafel sitten.

Dikke Etta fernaam dat se Free better even wat útlizze koe. 'Do wist grif net dat de Englekings smoarders binne.'

Dikke John krige syn striehoed op fan dêr't er him op 'e Bibel dellein

hie en plante dy wer op 'e holle. 'Dat ha jo derfan. Ik yt better as ik him ophaw.'

'John,' sei Etta, 'dat hat der neat mei te krijen.'

'No, ik draach dy hoed, dat ik kin it witte.'

Free sei: 'Us omke John is gjin smoarder.'

Dikke John gnaude wer oan syn ribstik. 'Hast gelyk, jonge.' Hij seach Etta even goedmoedich oan. 'Dat sit helendal net yn it Englekingbloed. It komt fan de kant fan it folk fan ús mem Sarah, de famylje Rigging. Dy hienen allegear kielen krekt as wienen se net goed yninoar set.'

Free besleat om dikke John wat op 'e lije side oan te krûpen. Dy earme stakkert. Hij hold syn board omheech: 'Kin ik noch wat droech fleis krije, asjeblyft?' Hij tocht dat er op ien of oare manier dêr noch wol wat fan troch de strôte krije koe.

Letter, doe't se op bêd gongen, krige er wer in skok. Bij dikke John brûkten se gjin lekkens. Se sliepten yn kakitekkens dy't in moanne lang net luchte liken te wêzen en nei âlde mûzenêsten rûkten.

It slimst wie dat se priken. Free frege him ôf oft se bij dikke John luzen hienen. Hij lei tusken Johnny en Albert yn. Se woenen beide it privileezje hawwe om nêst har gast te sliepen. Hij wachte derop dat er biten waard, mar dat gebeurde net. Nei in skoftke ûntspande er. Dy kear dat er luzen sjoen hie yn it hier fan Maynard Tollhouse heugde him noch goed. Maynard wie in les oan it opsizzen, doe't syn each op beweging foel yn Maynard syn brún hier. Syn eagen healticht knipend seach er in reade lûs nei it ein takrûpen fan ien fan Maynard syn hierren, stopjen, wat wibelfen, him omdraaien en weromkrûpen nei dêr't it hier tsjokker wie. Letter besleat Free dat er Maynard mar better warskôgje koe. It wie in soarte fan freon en hij woe net dat Maynard troch haadmaster Ardman betrape waard op luzen. Mar Maynard hie him allinne mar útlake en sein dat it koweluzen wienen, en dat dat kaam fan it mei de holle tsjin it koweliif hingjen bij it melken. Hij sei dat koweluzen noait lang op in minske sitten bleauwen. Se koenen net oer de rook fan in minske. Free foel lang om let yn 'e sliep. Hij dreamde de hele nacht oer luzen.

De oare moarns hie Etta bij it breaiten pankoekjes mei eigenmakke bûter en donkere sjerp. Der stienen ek twa boarden mei fleis op tafel, kowefleis en bargefleis, mar Free liet dy beleefd oan him foarbijgean. Etta sette ek molke op tafel om te drinken. De molke wie noch waarm en wie rjochtstreeks fan de ko kommen sûnder troch de rjemmeskieder gongen te wêzen. Dy liet Free ek foarbijgean. Hij die foar de glêdens wat ekstra sjerp op syn pankoekjes. Hij mocht graach eigenmakke yn sjerp raande bûter. Hij iet oant syn mage der sear fan die, tsien pankoekjes.

Doe't er dy jûns thúskaam, frege syn mem ûnder iten oft er it nei 't sin hân hie bij it útfanhûzjen bij de neven.

Free sei stadich, syn heit kalm oansjend: 'Dikke John wie hast smoard.' Ada seach him nuver oan.

'Hâldst mij foar de gek, jonge?' Alfred wist dat der wat goeds kommendewei wie en siet klear om te laitsjen.

'It is wier,' sei Free. Hij snijde netsjes in stikje meagere skinke mei syn mes en foarke en iet dat op. Der gong neat boppe thúsin iten. 'We moasten allegear helpe om dikke John op 'e kop te setten en him op 'e rêch te slaan.'

'Heare noch ta,' sei Ada.

Free fertelde alles. Iderien moast laitsje, syn mem noch it lûdst. Alfred skodholle. 'Ja, it is in wûndere keardel.'

Doe't se de jirpels op hienen en de skinke en de selsynleine beantsjes, gong Ada oerein en begûn se wat balkenbrea te snijen dy't se makke hie. Dat wie wat Alfred soms bonkebrea neamde. Yn it âlde lân wie dat wat de earme minsken ieten en wat har sterk makke. Mar de rikelju, sei er, haha, hienen leaver wite bôle, dêrom seagen se der altyd sa pafferich út en libben se sa koart. 'It wie sa,' sei Alfred, 'dat no en dan de Koaning sa'n honger hie dat er it plattelân opgong en in boerefrou frege oft er net wat balkenbrea fan har krije koe.' Free hold noch mear fan balkenbrea as fan pankoekjes. Soms holp er syn mem om dat te meitsjen.

Dat hienen se altyd neidat se in baarch slachte hienen. Free wist it resept wol út 'e holle. Je namen twa pûn briedkoarste, in heale liter bloed, oardel liter wetter, in leppelfol sâlt, en rierden dat dan goed trochinoar, en brochten it oan 'e kôk. Dan genôch boekwytmoal derbij om it tsjok te meitsjen, en dan alles yn in bôlefoarm jitte en ôfkuolje litte. Dan snijden jo it, baken jo de stikjes op in gleone bakplaat oant se knapperich brún wienen, en tsjinnen se op mei bûter en sjerp. Dy knapperige brune koarste mei dêroerhinne sjerp mei bûter wie gewoan te lekker foar de measte minsken. Dy balkenbrea wie sa hearlik dy jûns, sopjend yn syn puozze donkere sjerp en raande bûter, dat tsjin de tiid dat er syn tredde stikje hân hie, Free syn eagen begûnen te trijen, as wie it te dreech foar syn bloed.

Free wie altyd o sa tankber dat, wannear't syn mem fet brûkte, se der altyd goed om tocht dat se bargeriezel brûkte en net kowesmoar. Sels bij it balkenbrea-iten seach er al út nei it brea-iten, as se fet-mei-sjerp krigen, klearebare bargefet sa gleonhyt dat it wat spatte, wat dan yn in board getten waard om in puoske te meitsjen, mei yn 'e midden in lytser puoske donkere sjerp. As je dan in stikje bôle ôfbrieken en dat handich yn it heldere gleone puoltsje en it donkerder puoske dipten, man, dat wie iten foar de presidint sels. Hij iet seis stikjes brea.

It wie de lêste dei fan maaie, in sneon, en de skoalle wie út en foar har lei in hele simmer fan boartsjen en prachtige tiden. Sels Alfred wist dat er in geweldich jier ha soe. Der wie yn april reinwetter bij de rûs fallen en it nôt stie der donkerblau foar en de maisplanten bôgen yn perfekte rigen oer de heuvels hinne. Kij en hynders koenen it gers net op. En fûgels? De wylgebeammen sieten grôtfol sanglysters en heech yn de waaibeammen songen de reade kardinaalfûgels en ljurken fertelden de hele wrâld dat it yn it leechlân poerbêst toevjen wie.

It wie krekt as fiede sels Ada har ien en al enerzjy. It begûn bij de iterstafel, doe't Alfred Albert derop betrape dat er twa skeppen sûker oer syn hjouwermout struide.

'Hee dêr,' sei Alfred, 'ien leppelfol per kear, jongeman. Ik leau dat iksels mar wer it sûkerstruien foar myn rekken nimme moat.' Hij seach iderien even strak oan. Sels Free. Alfred striek wat sûker fan Albert syn brij ôf en goaide dat op dy fan Everett. Albert seach earst swart en begûn doe op syn tomme te sobjen.

Ada glimke nei Albert. 'Skamje dij wat.' Se koe glimkje as hearde se yn it Nije Testamint thús. Se makke mei de fingers in slyp-út beweging. 'Allinne famkes tomkesobje.'

Albert loek syn tomme werom. Hij seach dernei en stume.

Ada glimke opnij. 'Sjochris wa syn lippe no helendal oan syn tredde knoop ta delhinget?'

Free wist noch hoe't dikke John har laitsje litte koe troch mei syn bosk hier te wibeljen. Hoopjend dat er itselde foar Albert dwaan koe, besocht er dat ek. Ta syn ferbazing beweegde syn bosk hier ek.

Ada waard kjel. 'Ik wist net datsto dat ek koest, Free.'

'Dat wist ik sels ek net,' sei Free.

Alfred besocht dat ek, mar hoe't er syn gesicht ek ferloek, syn wyt hier bleau fêst op syn plak sitten. Everett prebearre it ek, mar alles wat beweegde wienen syn winkbrauwen.

Free besocht dêrnei oare dingen. 'Hee, sjochris. Ik kin myn earen wibelje litte as in ezel.' Doe liet er syn noas keunsten meitsje. 'Sjogge jim dit? As in knyntsje.'

Ada lake. 'Yn 'e goedichheid, dat is echt in eigenskip fan de Englekings. Grutte John koe ek al soks dwaan, waard der sein.'

'Ja ja,' smeulde Alfred.

'Dêr skeppe wij net oer op,' foege Ada der oan ta. 'Dy jefte ûntfange jo fan God.'

'Jonge noch ta,' sei Alfred. 'Ik ha teminsten goeie toskken.' Hij

skuorde de mûle iepen en liet har alles sjen, oan it achterste fan syn kiel ta. Even like er op in wolf.

‘Hearken,’ sei Ada. ‘Ik stjer hast fan ’e skrik.’

It wie grappich om nuvere dingen te dwaan en Free gong troch mei syn bosk hier bewege en syn earen wibelje en syn noas trilje te litten.

Der spile in ûndogske blik om Ada har noas. ‘Mar ik doar te wedzjen dat gjinien fan jim dit kin.’ Se stiek de tonge in heel ein nei bûten en krolle it ein om nei de punt fan de noas. Har tongpuntsje kronkele hinne en werom, sa fier’t it koe, as in spanrûp dy’t it folgjende plakje útsocht om del te kommen, en úteinlik slagge it om de noas te reitsjen. De ûnderkant fan har tonge wie bedutsen mei blauwe wjirmierkes. ‘Sjogge jim wol?’

Alfred besocht it ek, en koe sels net yn ’e buert fan syn noas komme. ‘Ik nim oan datst dat ek fan grutte John hast?’

‘Nee,’ sei Ada, ‘dat is spesjaal fan mijsels.’ Se seach Free oan. ‘Mar miskien kinsto it ek?’

Free stiek syn tonge in ein nei bûten, makke him smeller ta in sykjend puntsje, en rekke syn noas oan.

‘Sa mem, sa soan,’ sei Alfred.

‘Sjoch,’ sei Albert. Hij geniete fan al dy kluchten en siet wer rjocht oerein. Hij krolle syn tongpunt omheech en koe maklik bij syn noas.

Alfred moast laitsje. ‘Bij God, it liket wol as haw ik in stel noasslikkers te wrâld brocht mei in kampioensmem. No, jim binne allegear like slim as dy ko dy’t him omkeare koe en syn eigen molke drinke koe.’

Ada en de bern moasten dêr lûd en fleurich om laitsje. En Albert iet lang om let syn brij op mei dy iene skep sûker.

De oare moarns, krekt foardat syn heit fan bêd ôf kaam, hearde Free him ûnder yn ’e hûs syn mem mei klam freegjen om wat foar him te dwaan. Free wie krekt fan doel om him om te draaien om noch wat sliep te krijen, doe’t er syn mem dúdlik troch it skoarstienroaster sizzen hearde: ‘Net op sneintemoarn.’

‘Oô, leave, mar do wolst it toch sels ek graach, toch?’

‘No ja, in bytsje wol. Mar hjoed is it ferkeard.’

‘Ik nim de skuld wol op mij, skat.’

‘O, hast der dan sa’n ferlet fan?’

‘Ja, toe no, leave.’

‘No, goed dan, ast it beslist wolst.’

Der folgen bêdgelûden, kreakjende fearren, risseljende lekkens. It klonk as twa minsken dy’t begûnen te wrakseljen. Nei in skoftke begûn de fearring fan it bêd regelmjittich te kreakjen. En wer even letter

begûn syn heit te kreunen as wie er de gelokkichste man op ierde. Al gau swaaide Alfred de skonken fan bêd en stapte er yn syn klean. Hij sei gjin goeiemoarn tsjin syn mem of sa. Hij stampte op sokken troch de wenkeamer. Yn de keuken wosk er earst syn hannen yn it oanrjocht. Doe sette er kofje en loek er syn skuon oan.

Mar al te gau rôp Alfred bij de trep op: ‘Free?’

‘Mmmm.’

‘Tiid om der ôf, jonge.’

‘Goed.’

‘Klearmeitsje foar tsjerke.’

Free ✱ 46

Free hie hast in oere op bêd lein, doe’t er betocht dat hij syn heit en mem noch net goenacht tute hie. Hij sloech de lekkens fan him ôf en rûn yn syn ûnderguod nei ûnderen. Alfred siet, mei de fuotten yn it iepen rût om se ôf te kuoljen, in lêste kop kofje te drinken, en Ada siet ûnder it skerpe ljocht fan de gaslampe in pear sokken te stopjen. Sij siet it tichtst bij en Free tute har it earst. ‘Lekker sliepe, mem,’ en hij rûn dêrnei nei syn heit en tute him op de snorhierren bij de hoeke fan syn mûle dêr’t it fochtich wie. ‘Goenacht, heit.’

Free tocht dat se wat nuver dienen, mar gong werom nei boppen en tocht der net mear oer nei. Hij hie wat in probleem om it rjochte plak te finen om him lekker del te jaan. Hij draaide en raamde himsels ferskeidene kearen om. Bij ien fan dy draaibewegings stuitere hij wat te fûl en de matras sakke ûnder him yn en der klonk in lûde klap op de flier ûnder syn bêd. Ferhip. Ien fan de latten wie der wer ôfgliden. In goed ding dat de pot ûnder it oare bêd stie. Kreunend kroep er ûnder it bêd en treau de latte teplak. Albert waard der wekker fan. ‘Wat is der te rêden?’

‘Draaier, do moatst raar op bêd omgisele hawwe doest op bêd gongst. Dy middelste latte wie der wer útfallen.’ De bern hienen Albert de lêste tiid de bijnamme Draaier jûn. Hij hie de wûndere oanwenst om him soms yn syn sliep ynienen mei in gisel om te draaien, sûnder wekker te wurden. Draaier sei neat. Free klom wer op bêd. Hij moast wat slomme hawwe, want hij wist in twadde kear net wêr’t er wie. Hij liet syn gedachten even wat dwale, it iene ding nei it oare, oer Fredrika en har bazige manieren, oer Wilma en har fluwielen bûk, oer Johnny en syn snieguozzen. Nei in skoftke skeat it him te binnen dat er fergetten hie om syn heit en mem te tútsjen doe’t er dy jûns op bêd gong. Teminsten, hij wist it net mear.

Hij tocht oer dy jûns nei. Nee, hij wist net mear oft er dat wol dien hie. Dat hie earjusterjûn west dat er let fan bêd gien wie en nei ûnderen ta om se in tût te jaan. Nei in skoftke, wis dat er it wer fergetten hie, stapte er fan bêd en rûn op bleate fuotten de trep del. Syn heit hie de fuotten yn it iepen rût om se ôf te kuoljen en siet in lêste kop kofje te drinken en syn mem siet yn it skerpe ljocht fan de gaslampe wat sokken te stopjen. Free tute syn mem earst. ‘Goenacht, mem.’

Se glimke him wat frjemd ta. ‘Goenacht, jonge.’

Dêrnei rûn er nei syn heit en joech him in tût. ‘Goenacht, heit.’

Alfred sei: ‘Heden, jonge, wat is der toch mei dij? Dit is no al de tredde kear datst ûnder komst om ús goenacht te tûtsjen.’

Free stie fersteld. ‘Miskien bin ik sa fluch yn ’e sliep fallen dat ik it fergetten wie.’

‘Trije kear, jonge?’

Free krige in kaam. Dy jûns oan tafel hie er de twadde helte fan haadstik 26 út Mattheus lêzen, dêr’t Petrus trije kear ûntkend hie dat er Jezus fan Galilea koe. ‘Ik ken dy man net,’ en fuort hie de hoanne kraaid.

‘Hindert neat, jonge,’ sei syn mem. ‘Do hiest ús oars miskien helendal net tute. Do bist teminsten net lilk op ús.’

Free seach nei de grûn. Hij frege him ôf wat der mis wie dat it him fergetten wie dat er har al twa kear earder tute hie. It wie suver ek in soarte fan har net kenne wollen. ‘It spyt mij.’

Ada glimke. ‘Tuten fan je eigen soan kin in mem noait genôch fan krije.’ Hij gong wer op bêd. De apostel Petrus wie nei bûten gien om bitter te skriemen. Free hie sels gjin ferlet om nei bûten te gean om te skriemen, seker net bitter, mar hij fielde him wol skiepachtich.

Free ❁ 47

De Lytse Tsjerke yn Sioux Center hie in baas honkbalploech. Se fersloegen iderien yn de omkriten. De manier wêrop’t se oer har ploech opskepten wie min te fernearen. Lang om let foarme Garrett, Alfred syn nije arbeider, yn Bonnie syn eigen tsjerkeploech en dage er de ploech fan Sioux Center út foar in wedstryd op de fjirde july yn it bosk fan Bosch, tichtbij Hello.

De ploech fan Bonnie oefene op de greide fan muoike Josephine. Garrett heinde, Alfred wurke hurd op it tredde honk, omke John spile op it earste honk, Sherm, no arbeider bij omke John, spile koarte stop. De âldste jonge fan Etten, John, wie middenfjilder. Ed van Oriel, de ûnderhânse, wie de pitcher. Garrett syn trije jongere broers foarmen

de rest fan de ploech, Alfred op it twadde honk, Robert rjochts en Rich links. Alle mannen yn de ploech koenen goed de bal weromslaan en allegearre, útsein Alfred, koenen drave as de wyn.

De jûnen dat syn heit mei de ploech oefene, gong Free mei. Hij helle kweade ballen op en wylde smeten. Hij draafde yn de koele jûnslucht it griene gers oer. Ien kear slagge it him om in heel ein te draven en in bal dy't kwea wie oer syn skouder op te heinen. Twa wike lang foar de fjirde july spile Free, as er syn kerweikes ôf hie, honkbal mei Everett, bearend dat er de grutte Ed van Driel wie en as pitcher it team fan Bonnie oan de oerwinning holp tsjin it stel fan Sioux Center. Everett sloech foar it hele team fan Sioux Center en earst smiet Ed van Driel him derút, ien twa trije bij elke inning.

Free koe de nammen fan de spilers fan Sioux Center net en nei in skoftke begûnen hij en Everett yn pleats dêrfan de wedstriden fan de earedivyze te spyljen. As Free elke dei de post ophelle, pikte er ek altyd de post fan Hopkins op. Hopkins lies de Sioux City Journal en Free hie in manier útfûn om yn it sportkatern nei de scores fan de earedivyze te kypjen, sûnder in spoar nei te litten dat er de krante iepene hie. Hopkins woe syn krante altyd kreas en sûnder tearen lêze. De Journal wie in fan fan de Chicago Cubs - dat wie de tichtstbije earedivyzjestêd - en neamde dy altyd yn de koppen. 'Cubs ferslane de Pirates 4-0'. Free waard de Cubs en Everett de Pirates.

Everett wie slachman foar elk fan de Pirates, Little Poison Lloyd Waner, Big Poison Paul Waner, en de grutte Pie Traynor, presys neffens de slachfolchoarder; en as it de beurt fan de Cubs wie om te slaan, dan wie Free slachman foar elk fan de Cubs, Cliff Heathcote, Riggs Stephenson, en Charlie Grimm. Sawol Everett as Free besochten om te slaan yn de styl fan de man dy't se neidienen, skonken bijinoar, wiid útinoar, ticht bij de plaat, fier yn de box op.

It duorre net lang of Everett, dy't oan alle manieren fan slaan wurke, waard in goeie sticker. En dat die er, sels al wie syn linkerearm, noch altyd swak fanwege berneferlamming en in slim gefal fan ferbrâning, mar heal sa sterk as syn oare earm. Free frege syn heit om sjen te litten hoe't in goede curve smiten wurde moast.

De grutte Joe Melette hie syn heit sels sjen litten hoe't je in hook goaiden. Je smieten him fan de wiisfinger ôf mei in felle draai fan de pols en de earmtakke. Free learde al gau dat, om him echt in skerpe bocht meitsje te litten, de draaiing fan de bal eigenlijk plat wêze moast, sa't de ierde om de sinne draaide. Hij ûntdiek ek dat as er de bal sa beethold dat alle seamen de lucht heinden, dy dan fan it slachhout glied en delfoel, fan de plaat ôf.

Se spilen op it hiem, en brûkten de hoeke fan it hinnehok as

achterfanger. As se de bal hurd genôch tsjin it hinnehok smieten, stuite dy heal werom nei de pitcher. As je mei de rjochterhân sloegen, moasten je oppasse net te let te swaaïen fanwege de ruten fan it hûs. Mar as je op tiid swaaiden, dan hienen jo it hele hiem om oerhinne te slaan, helendal oan de sektouter ta. En oer de beammen hinne, sels Babe Ruth koe dat net. It iennige probleem wie as it reind hie. Dan ploeged dy ferhipte Gil, de molkrider, it hiem om mei syn molkauto, en liet dan spoaren nei fan wol in hânbreed djip, en dat allegear omdat er opskeppe woe dat er noait fêst kaam te sitten.

Everett waard ek in goed pitcher, en learde nei it swakste punt fan de slachhoutman te smiten. Mar hij hie muoite mei it heinen fan line drives boppe syn boarst. Hij koe syn lamme linkerearm net gau genôch omheechtille. Hij learde sels in curve te smiten. As Free as Cliff Heathcote it slachhout hantearde, dan besocht er om de pitcher te reitsjen en sa troch de midden singles te krijen. As er Rigg Stephenson wie, dan bûgde er him djip oer de plaat en prebearre er singles te slaan oer de holle hinne fan de shortstop. As er it slachhout as Charlie Grimm hantearde, dan sloech er oer it earste honk hinne.

Op in dei besleat Free dat er ferlet hie fan in homerun-hitter, dat hij ruile syn rjochterfjildspiler en in banksitter yn foar Cy Williams fan de St Louis Browns. Om earlik te bliuwen, stie er Everett ek ta om te ruiljen foar in lange balslaander, Harry Heilman fan de Tigers. It naam even om de earste homerun te slaan. Dy moast de beammen yn dêr't de touter hong. Free swaaide en swaaide en sloech sloppe baltsjes en baltsjes dy't fuortspatten, of sloech kwea as Everett him in curve tasmiet. Mar op in dei joech Garrett him in nij slachhout foar in jonge fan presys syn postuer. Dat sloech lekker soepel, as in kowesturt dy't in mich fuortsloech. En yn pleats fan in grutte swaai learde er dat wat hurder dat er swaaide, wat fierder de bal fuortfleach. Op it lêst, slaand as Cy Williams, heinde er ien op it tsjokste punt fan it hout en dêr gong it hinne.

'Dêr giet er, dêr giet er!' Everett draaide syn krolleke om om him nei te sjen. De bal klom en klom mar troch, sa heech as de waaibeammen, en fleach mar troch, en saaide op it lêst stadich del, en o wûnder, kaam oer de beammen hinne op de dyk telâne.

'Chò!' rôp Free. 'Cy Williams syn earste homerun as in Cub.' Everett seach as woe er ophâlde mei spyljen, mar Free priizge him gau foar de bal dy't er him tasmiten hie. 'Ik sis dij, Everett, dat wie dyn bêste curve oant no ta. Ik hie gewoan gelok dat ik him rekke.'

'Echt wier?'

'Jaseker.' Doe moast Free noch wol even wat mear op en del springe. 'Chò!' En hij helle dravend de bal op foar Everett. Meastal

wie it de pitcher dy't de bal ophelle. Everett like him dêr tankber foar te wêzen.

De moarn fan de Fjirde bloeide as in rudbeckia, grut en breed en rôs. Free en de jonges dienen har kerweikes sa fluch mooglik. Alfred holp Ada om it iten foar de picknick klear te meitsjen. Jake Young wie ynhierd om de jûns it wurk te dwaan, sadat sij dêr bliuwe koenen te iten en it fjoerwurk yn Hello sjen koenen.

Underweis nei it bosk fan Bosch hienen Alfred en Ada even rúzje. Dat begûn krekt doe't de âld Buick ûnder it earste fiadukt troch rôle fan de Cannonballspoardyk, en wie wer foarbij doe't se ûnder it twadde trochrieden. De bern achtern hienen har heit en mem noch noait rúzjemeitsjen heard en se begûnen te laitsjen, sa bang waarden se. Ada stie helendal fersteld om te hearren dat Alfred op it tredde honk spylje soe yn in echte wedstryd, krekt op dy tiid dat har favorite misjonaris, dominy Merle Babcock, in ferslach jaan soe fan hoefolle sielen er rêde kinnen hie yn it Indianereservaat fan Zuni.

'Dat is in spultsje foar lytse jonkjes,' sei Ada. 'Net foar folwoeksen manlju.'

'Mar honkbal is op syn bêst as it spile wurdt troch folwoeksen manlju,' sei Alfred. 'Je moatte harsens hawwe om it spul goed te spyljen.'

'Foei,' sei Ada. 'It is net mear as in learen baltsje hinne en wer te smiten tusken pakken strie.'

'Je moatte him ek noch goed reitsje. En der binne mar sa'n fiif, seis manlju op 'e wrâld dy't dat goed kinne. Babe Ruth. Ty Cobb.'

'Ja, Babe,' sei Ada. 'Hast gelyk, in spultsje foar babys.'

Alfred hufte mei de fûst in kear fûl op it stjoer. 'Frou, dy Merle Petcock is mij wat in te bûnt fûgeltsje.'

'Hij hjit fan dominy Merle Babcock.'

'No, hoe dan ek, ik spylje leaver honkbal. Dat ik sis dij wat ik doch. Ik harkje in healoere nei dyn misjonarismantsje en dan wol ik mei de jonges fan Bonnie honkbalspylje.' Ada hold har stil. As Alfred sei 'Ik sis dij wat ik doch', dan miende er dat en dan koenen jo better net langer prebearje om sels jo sin te krijen.

Bosch Grove, it bosk fan Bosch lei op in skeante oastlik fan Chokecherry Corner. Je wisten troch al dy knallende fuotsikers dat je yn 'e buert kamen. Alfred sette de Buick ûnder de westlike beamrâne del. Auto's en hynders en buggys stienen oeral bij de dyk lâns en yn de greide oan de súdkant fan de beammen. De beammen yn it bosk wienen almeast waaibeammen, mei hjir en dêr in hackberry en in esk. It wie koel ûnder de hege beammen en de froulju en har lytse bern fûnen dat lekker. Alde mantsjes ek.

Alfred joech Free in kwartsje. ‘Dit is alles watst hjoed krijst, dat jou it ferstandich út. En jim lytse strobber, jim mem keapet wol wat jim fertsjinje.’

Ada sei: ‘Tink derom bern, lunsj krekt neidat jim iderien de lofprizing sjongen heard hawwe, begrepen?’

‘Ja mem.’

Alfred gong de iene kant út yn it bosk om mei de manlju te praten en Ada socht de bankjes op dêr’t al in aardich ploechje siet. Everett en Draaier Albert en Jonathan gongen mei. Free seach hoe’t him yn in iepen auto twa auto’s fierder in soarte fan românse ôfspile. In jongeman mei wytgouden hier prate mei in jong fanke mei brún hier. Free besleat om even wat yn ’e buert om te hingjen.

Hij gong achter it stjoer fan syn heit sitten te sjen. De jongeman prebearre it famke oer te heljen om wat te dwaan wat se net woe. Se sei hieltyd fan ‘Nee, dat kin ik net’ en skodholle. Se siet wat mei de holle foardel nei har yninoar stringele fingers te sjen. Ien kear seach se oerémis nei it bosk, as wie se bang dat ien heard hawwe koe wat se sei. En de jongeman sloech ienkear fûl op it stjoer, sa’t Alfred dien hie, as joech er har noch ien kâns. In oare kear griep er har bij de hân en sloech syn beide hannen deromhinne en boarte der wat mei en drukte op it lêst syn grutte tomme tsjin har hân palm. Se mocht der net oer hoe’t dy op har palm lei en skuorde dy werom. Free heinde mar twa wurden op, *elope*, ‘dij skake litte’ en ‘rape’. ‘Elope’ betsjutte útnaaie en trouwe, en ‘rape’ betsjutte in soarte fan koal sûnder krop, sa’t Barry Simmons dy foar syn kij ferboude. Lang om let knikte it famke en sei se ‘ja,’ en de jongeman lake as in grutte reade krekt opkommende moanne. Hij starte de auto, swaaide yn in woeste bocht achterút, en spuite op twa tsjillen fuort.

Free draafde it bosk yn. Tûzenen minsken sieten yn rige nei rige op planken. Guon fan dy planken sieten harsdrippende oasten yn. De massa’s sieten te harkjen nei in dominy út Zion, Michigan, en dy foetere har út dat se it hjir op ierde sa fijn fûnen, wylst se har eigenlik klearmeitsje moasten om nei de himel te gean. De dominy hie in blauwe mûle. Free koe der net oer om te sjen hoe’t al dy útpûljende achtersten fan froulju oer de plankerânen hongen. Guon fan de memmen hienen har babys oer it skouder flijd en dy fliben wetterige kwark oer de jurken fan de memmen.

Free koe gjin maten fine. Dat hij socht de kreamkes fierderop yn de beammen op. Dêr wienen wat rûge planken tsjin de stammen spikere fan fjouwer beammen om sa fjouwerkante kreammen te meitsjen. De oasten yn de fêstspikere planken lekten ek al hars en je moasten foarsichtich wêze wêr’t jo jo hannen delsetten as jo foaroerbûgden om te

sjen wat der te keap wie. Free helle syn kwartsje foar it ljocht. It measte koste in stoer: limonadegaseuze, ijsko's, crackers, lange soerstokken dy't in dei meigongen. Free frege him ôf wat er keapje soe. It kwartsje waard dampich yn syn hân. Op 't lêst besleat er limonadegaseuze te nimmen. Mar net mear foar it middeisiten. It wie better om it kwartsje oer de hele dei te ferdelen.

‘Wat wolst ha, jonkje?’ frege in fleurige man mei in keale holle. Hij droech in slachtersskelk oer syn wyt boesgroen en sneinske broek hinne.

Free stoarre nei in drinkwettersbak fol wetter dêr't ferskillende soarten gaseuze yn dreauwen tusken stikken iis yn. Hij lei syn kwartsje op de planken toanbank. ‘Limonadegaseuze.’

‘Komt klear.’ De man stiek syn bleate earm yn it iiskâlde wetter en helle in donkere flesse te foarskyn. Hij die de dop derôf en joech him oan Free, mei twa dûbeltsjes wikseljild.

‘Tankewol.’ Free gong fuort achter in grouwe beam stean, dat syn broers him mar net limonadegaseuze drinken sjen soenen. Hij roek oan de flesse. Mmmm. Der spatten bûltsjes útinoar yn syn noas. Hij naam in slokje. It smakke noch better as dat it rûkte. Krekt griene tee mei brune sûker en sitroen. Mmmmm. Hij naam noch in heel lyts slokje en hold doe syn tomme op de flesse-iepening om de limonade koel te hâlden.

It wie o sa lawaaierich ûnder de koele beammen. Jankende babys, jonge bern dy't tikjeboarten, famkes dy't raasden as in fuotsiker bij har fuotten knalde, jongkeardels dy't mûltjirgen, ien dy't op de autoklakson drukte, en de dominy út Zion dy't der mar as in mitrailleur op los preke. Free naam noch in slokje en liet dat oer it puntsje fan syn tonge brûzje. Tsjonge, wat wie dat lekker. Hij spelde it fan it iene wang nei it oare om de alderlêste swietichheid der út te heljen.

Twa heiten mei in brún burd stienen bij in grouwe esk te praten. Ien fan har hie syn lyts famke bij de hân. Se seach nei al dy bern dy't tichtbij tikjeboarten. Se hie brún slaggerich hier en donkerbrune eagen. Yn har wang hie se in kûltsje as it pitsje yn in jirpel út Idaho. Se droech in wyt blûske en in read jurkje en wite skuontsjes. Se wie moai.

Achter Free waard raasd. It famke seach syn kant út en har eagen heakken even yn sinen. Even. Har heit hold op 't lêst op mei praten mei dy oare man en joech har glimkjend in triuwke en naam har mei. Se seach Free achteromkypjend even goed oan en ferdwûn yn de massa. Free syn azem stûke even. Hij naam in grutte swolch fan syn limonade, tefolle, dat hij koe it net hinne en wer spile en der sa op syn fûlst fan genietsje.

Hij fielde fan achteren wat oandrang. Hij socht om de húskes dy't

altijd spesjaal foar de fjirde july delset waarden. Op it lêst fûn er dy yn in tropke prommebeammen. In pear âlde froulju staptten krekt út de famkeshúskes wei. Se loeken har korsetten nei ûnderen en seagen tagelyk wat treurich nei de loft. Wylst er mei de linkerhân syn blauwe broek losknope en mei de rjochterhân syn limonade fêsthield, treau er de doar fan de jongeshúskes iepen en stapte nei binnen ta. En foel hast om fan de grouwélige stank, krimmenikus. De minsken hienen oeral tsjin de kant fan de gatten pisse en oer de houten flier. Guon hienen sels bij it poepen it grutste gat mist. En dêrûnder yn it grutte gat fan wat ienris grien gers west hie, leinen allegear soarten kleurde poep, elke foarstelbere kleur, fan kalkachtich oant weinsmoar.

Dat wie him tefolle. Hij stapte achterút út it húske wei en kniep de druk yn syn achterst fuort. Hij wachte wol oant se dy jûns thús wienen, dan koe er op in fatsoenlik húske sitte. Hij hearde in kwartet sjongen, en jawis hear, de preker út Zion wie klear en fjouwer manlju yn swellesturten út Christian College yn Zion songen yn harmony ‘Swing Low Sweet Chariot.’ Syn heit en mem seinen dat dat kwartet geweldig wie. Hij haaste him om dêrnei te harkjen en fûn in plakje achter in beam, net te fier fan dêr’t syn mem siet. Mei soarch hold er syn limonadefleske achter syn skonk, mei de tomme noch op de iepening.

Trije fan de manlju fan it kwartet wienen lang, en se songen wol goed, mar elke kear as se bewegingen makken om it boadskip te ûnderstreekjen, dienen se dat wat ûnhandich. De fjirde, in tenoar, wie oars. Hij hjitte fan Timothy Stor. In proastich mantsje en syn bewegingen wienen altyd presys goed. De froulju yn it publyk dronken elke noat yn en soms die er der in pear noaten bij foar de sier. Hij wie wol sa ferstandich om plechtich te wêzen bij it sjongen fan in religieus liet. Doe’t er bij ‘Kom dêr’t myn leaf te dromen leit’ de holle mei de eagen ticht skean op syn beide hannen lei, moasten guon fan de froulju lûd snokke.

Free seach gau even hoe’t syn mem dat ûndergie. Hee, op har wang oan syn kant blonk in trien. De bank fierder lâns sjend seach Free ta syn ferbazing dat syn heit ek kommen wie om nei dat kwartet te harkjen. Ek bij him blonk der in trien op it wang. Doe’t de hele klüber op ’t lêst oereingie om it lof te sjongen, seach Free dat er noch mar in tombreed oer hie fan de limonadegaseuze. Hij song de earste trije rigels fan it lof mei en doe, wylst iderien de lêste rigel song, dronk er it lêste fan de swiete limonade op, yn ien grutte swolch.

Se ieten op it gers nêst de âld Buick: jirpelsalade, bôle mei snijde skinke, pastei, en in kop limonade út Alfred syn ûngetiderskanne.

Nei it tankgebed gong de hele famylje werom nei de bankjes yn it bosk. Alfred liet Ada op de achterste bank sitte, sadat hij, as de

misjonaris te lang trocheamele, ûngemurken útnaaie koe en nei syn honkbalwedstryd gean koe. Ada wie skrandere genôch om in âlde planke út te sykjen om op te sitten. Alde planken rûn gjin hars út. Elke kear as se yn de klean in plak ûntdiek dat se der net útkrije koe, waard se der hast raar fan. De minsken songen in pear psalmen en doe gong dominy Merle Babcock, de ferneamde misjonaris bij de Zuni-Indianen, stean om syn taspraak te hâlden.

Free beseach de misjonaris seker om út te finen wêrom't syn heit him dat Merle Petcockmantsje neamde (en 'petcock' betsjutte noch wol 'pimel'). Hij wie lang en syn brún hier wie steil achteroerkjimd. Syn glinsterjende swarte eagen seagen dan wer tearhartich en dan wer wreed. En syn stim wie noch ynnimliker as dy fan omke John, as dy woe datst wat foar him diest. Hij hie sa lang tusken de Indianen wenne, dat er ek in bytsje as in indiaan die, mei flugge eachbewegings nei rjochts en links. Hij droech in ljochtgris pak en hie in blau horloazjepûdsje fan kraaltsjes, mei in giele wjerljochtfliets deryn.

Misjonaris Merle Babcock sei dat de Zuni-Indianen har eigen godstsjinst hienen. Dat hienen se sels útfûn. En dat wie net iens sa'n minne godstsjinst, mei in himel en in hel, goed en kwea, in dei dat de wrâld skepen wie en dan in oardeelsdei, dy't noch komme moast. Mar se hienen gjin idee fan in Heilân en se leauden net yn de sûnde. Se fûnen it gjin sûnde om in Navaho dea te meitsjen. Wylst se nuver genôch altyd ferjouwing fregen oan in beest foardat se dat deamakken foar it fleis.

'Wat is mij dat no foar godstsjinst ... as wij kristenen witte dat we allegear oanstried ta de sûnde hawwe en ferlet fan Jezus Kristus om rêden te wurden? Sa binne dy earme ûnwittende, yn tsjusternis libjende skepsels, oan Satan ferlerne sielen. Der wenje op dit stuit 2563 fan har yn it reservaat, wêrfan't wij twa sielen rêde kinnen hawwe, wat 2561 sielen oerlit oan de ivichduorjende ûndergong. Dy minsken, dy't yn guon opsichten sels noch demokratiser en frijheidsleavjender binne as wij Amerikanen - ja dat is wier - se fiere sels ein desimber in ritueel feest, suver op deselde dei dat wij ús krystfeest fiere. It iennige probleem is dat dat ritueel de foarm oannimt fan in losbandige dûns dy't sij de Sjalakodûns neame. Stel jim dat ris foar! Ja, se binne folslein ferlern!'

Misjonaris Babcock loek in bûsdoek út syn boarstbûske en fage de triennen út syn eagen. Syn stim begûn te spinnen. 'O earme reade ta de hel feroardeelde minske, dêr wenjend yn New Mexico yn jim stoffige *adobe pueblo's* fol ûngedierde, beseffe jim net dat as jim net yn Kristus as jim Heilân leauwe, dat jim dan foar ivich yn de tsjusternis ferdwine, krekt sa't de snieflok, eventsjes prachtich sa't er út de himel warrelt, ferdwine sil, sûnder spoar' - hjir knipte er mei de fingers - 'fuort as er yn it wetter falt fan in woeste rivier? Foar altyd?'

In kâlde huvering gong Free oer de lea. Wat in grut sprekker. Babcock stapte nei de râne fan it poadium. Syn eagen gloeiden, sa't dy fan syn mem soms dienen as se ien op it moed komme woe. 'Jim dy't sels ek bern ha ... harkje. As in brún Zuni-jonkje nei syn heit sjocht, sjocht er dit: in ferskuorrend grouwe fint dy't meastal dronken is, dy't noch leaut dat syn pueblo it sintrum fan it hielal is. Is it dan gjin wûnder dat dat brune jonkje opgroeit ta inselde neatnut en slampamper? Sawol de heit as de soan ferlern oan de ivige ferdommenis. Noait, noait sille sij de leafhawwende himelske gloarje kenne.' Der gong Free wer in huvering oer de rêch. Der kidele him in trien op syn eachlidden. Hij seach nei dêr't syn heit siet. Dy siet sa skerp te harkjen, dat syn mûle wat iepenfallen wie.

'Of nim dat lytse brune famke. As se nei har mem sjocht, sjocht se dit: in skepsel dat op har tweintichste al rimpelich is, âld foar har tiid, in siele dêr't treurich genôch gjin rêden mear oan is, ûnder it ûngedierte, ien en al bijleauwe. It is dan helendal gjin wûnder dat dat lytse famke opgroeit ta noch in losbandich heiden, in reservaatvoerke. O earne ferlerne stjerlingen, o ferlern, ferlern.'

Free moast tinke oan dat spesjale gesicht dat er dy deis sjoen hie, it moaie oan de hân fan har heit hingjende famke. Stel dat sij yn in pueblo wenne fol bêdwantsen mei in stel dronken âlders?

'Dat ik smeeke jim, minsken mei in hearlike erfenis, leden fan de tsjerke fan ús Heare Jezus Kristus, harkje, as jim frege wurdt om te helpen de sielen te rêden fan de oerbleaune 2561 heidense Zuni, wolle jim dan net rynsk jaan? Jaan en jaan oant it sear docht? Sa't jim kinne? Wolle jim net in stikje fan jim brea mei har dele? Teminsten in tsiende fan wat fan rjochten al de Heare taheart?' Hij wie even stil, en hold beide hannen op in ynnimmende smeeke manier foar him.

'Jou. Jou.' Doe waard syn stim heas. 'Jou!'

Free seach nei de twa dampige dûbeltsjes op de palm fan syn hân. Babcock fage mei syn bûsdoek de foarholle ôf. En gong sitten, mei de lange skonken oerinoar en de holle foardel, as wachte er op in fonnis. In swierlivige dominy út Middleburg riisde oerein. 'Wij hâlde no in kollekte. Wolle de diakens fan de tsjerken fan Bonnie, Hello, Middleburg, Sioux Center en Rock Falls no nei foaren komme graach, en dan de hoed trochjaan troch it publyk? Undertusken sjonge we mei ús allen "Helje de skeaven yn".'

Doe't de hoed lânskaam, wie Free earst fan doel om beide dûbeltsjes te jaan om te helpen dy earne brune berntsjes ta Kristus te bringen, mar doe betocht er dat in tsiendepart allinne mar ien tsiende fan jo persoanlike opbringst dat jier betsjutte. Hij besleat dat ien dûbeltsje mear as genôch wie. Dan hie er noch ien oer foar himsels om noch twa

limonadegaseuzes te keapjen. Dat mei in lokkige glim stoppe er ien fan de dûbeltsjes yn de kollektehoed.

Hij hie dêr sa'n goed gefoel oer dat er nei it sjongen nei syn mem ta rûn en har dêr't iderien bij wie in tút joech. 'Wit mem wat?'

'No jonge, wat dan?'

'Ik wol letter ek misjonaris wurde. En dan hâld ik in taspraak oer it lot fan de reade minsken, better noch sels as dy fan Merle Babcock.'

'Dat is prachtich, jonge.' Se lei him de hân op 'e holle. 'Dan haw ik miskien toch net foar neat libbe. Om te sjen dat myn eigen flesk en bloed der op útgiet en sielen rêdt foar ús leave Heare Jezus, dat sil prachtich wêze om mei te meitsjen.'

Alfred skodholle hieltyd om wat er krekt meimakke hie. Hij wie fan gedachten feroare oer dat Babcockmantsje. 'Jonge noch ta, ik ha hjoed in geweldige preek heard. Dy misjonaris wie folle better as ik oait ferwachte hie. Hij hat ús alles út de doeken dien oer wêrom't wij ús sindingsarbeid tusken de reade heidens stypje moatte. Minsken noch ta.'

Krekt doe kaam Sherm mei syn want oandraven, dêr't er mei de fûst op omsloech. 'It is ús beurt anst foar it ynspyljen op it fjild.'

Alfred gong oerein. 'Witste, dy honkbalwedstryd wie mij glêd út it sin.' Hij sei tsjin Ada: 'Sa goed is dy misjonarismaat fan dij.'

Sherm seach wat fiis. 'We ha al oeren oan it fangbaljen west.' Hij raamde noch in kear yn syn want. Free seach; jawis, der rûnen in heel soad manlju mei opstrûpte mouwen yn it stik greide oare kant de dyk.

In fuotsiker klapte ûnder de bank dêr't syn mem op siet. Se spatte oerein mei de hân op har hart. 'Oel!' en se rôle mei de blauwe eagen. 'Dy ferskriklike útfinings fan de duvel. Och. En dat ek noch op in kristlike Fjirde July.'

Sherm moast wat laitsje. 'Dat binne allinne mar in pear bern dy't wille ha, Ada.'

'Dy knalle de hele dei.'

'Kom, Alf.' Sherm sei dat as wie it in befel. Doe draaide er him om en draafde fuort. Syn sportskuon blonken helderwynt yn de blauwe skimer ûnder de beammen.

Alfred seach Ada oan as om te sizzen 'Ik moat wol.'

Free sei: 'Ik wol se ek spyljen sjen, mem.'

Ada suchte. Se hie foar in part al har sin hân. 'O, goed dan. Gean mar. Jim beide.' Free seach nei it dampige dûbeltsje yn syn hân. Hij besleat om gau in limonadegaseuze te heljen. It soe fantastysk wêze om te sjen hoe't Bonnie Sioux Center fersloech en dêrbij tagelyk oan syn favorite limonade te lurkjen.

Tsjin de tiid dat Free de hikke trochdrafke, hie de lawaaiïge massa

him yn twa kampen ferdeeld, de fans fan Bonnie lâns de line fan it tredde honk en de fans fan Sioux Center lâns de line fan it earste honk. Achter har hie de eigener fan it stik lân foar de froulju fan elke groep as in soarte tribune in hearamt delset. De eigener hie ek tusken twa lange peallen as achterstopper wat hinnegaas spand. In pear frijwilligers wienen earder al mei in skeppe it lân oergongen om de kowepankoeken op te rêden, de droege en de farske. En ien hie ek in wetterbak achter de achterstopper pleatst en dy mei iis en limonade folle. Misledigingen en skimpskoaten fleagen tusken de twa kampen hinne en wer.

Free gong krekt achter it tredde honk yn it gers sitten. Dêrwei koe er maklik syn heit tredde honkman spyljen sjen en Sherm as koarte stop. Bonnie wie op it binnenfjild oan it oefenjen. De werper Ed van Driel smiet lege ballen nei Alfred om him te helpen de oaren yn te heljen. Alfred ferprutste de earste pear. Hij smiet de ballen yn in bôge werom nei Garrett, de fangman, en loek gesichten om dúdlik te meitsjen hoe sear it die om mei syn âld sopbonke te smiten. Mar sûntsjesoan gong it better. Op it lêst smiet Ed van Driel in kring fan in stuitbal nei him ta en hij heinde him bij de earste stuit op en smiet in perfekte lege bal dwers oer it binnenfjild hinne nei John op it earste honk. Doe wist Garrett, de coach, dat Alfred der klear foar wie.

Free skodde syn limonadegaseuze wat om it brûze te litten en naam in slokje. Bûbeltsjes út it donkere drinken wei priken yn syn noas. Troch de smaak moast er tinke oan dat donkerhierrige moaie famke dat er dy moarns sjoen hie. Doe, krekt doe't er oan har tocht, as waarden syn eagen derhinne lutsen troch in magneet, seach er dat moaie famke oan de kant fan Sioux Center, presys achter it earste honk, noch altyd har heite' hân fêsthâldend. Dy lake - it like in aardige man - en sij seach bij de minsken lâns as prebearre se ien te finen. Der gong wer in huvering oer Free syn rêchbonke. Socht se him? Hij seach skerp ta. Spitich dat se bij de fijân hearde. Miskien koe de wedstryd yn in gelyk spul einigje en dan wienen se beide gelokkich.

In skiedsrjochter rûn nei it midden fan it binnenfjild ta. Der stie ien achter Free dy't sei dat it de dominy fan Matlock wie, de earwearde Erpelding, dy't sljocht op honkbal wie. Hij wie like âld as syn heit en droech in donker pak.

'Slachmannen hjoed,' âle skiedsrjochter Erpelding mei in lûde domynsstim, 'foar Bonnie: Van Driel en Engleking, foar Sioux Center: Gath en Tinklenberg. Wolle de twa coaches nei foaren komme?' Erpelding swaaide mei in slachhout boppe syn holle. 'Sjen wa't as earste de bal slacht.' Garrett en Tinklenberg kamen fan beide kanten fan it fjild en gongen derbij stean. Guon spilers fan beide kanten kamen der ek bij om te sjen oft it wol earlik tagong.

‘Knop,’ sei Garrett fluch.

‘Goed,’ sei skiedsrjochter Erpelding. ‘Dan krijt Sioux Center de earste greep.’ Hij smiet de kneppel mei it hânfet boppe nei Tinklenberg ta. Dy heinde him mei de rjochterhân op, krekt ûnder it merkplaatsje. Garrett pleatste doe syn rjochterhân boppe Tinklenberg sinent, Tinklenberg doe wer syn linkerhân boppe Garrett syn rjochterhân, en Garrett syn linkerhân wer boppe Tinklenberg syn linkerhân, en sa fierder, oant se bij it ein fan it hânfet kamen. Tinklenberg wie de lêste dy’t noch in folle hân op it hânfet pleatse koe. Hij besocht syn hân sa breed mooglik te meitsjen om oan de knop ta te kommen, mar dat slagge net helendal. Skiedsrjochter Erpelding bûgde foaroer om it sekuer te besjen. Hij hie libbene swarte eagen en in laits dy’t bij de mûlshoeken skerpsinnich omheechkrolle.

Garrett liet syn frije hân as de kloer fan in fûgel op de knop delkomme en griep him fêst. Der wie krekt genôch romte foar syn fingerseinen. ‘Knop,’ sei er glimkjend.

‘Sa is ’t,’ sei Erpelding. ‘Wat kieze jim, fjild of slach earst?’

‘We kieze ’t fjild,’ sei Garrett.

‘Los dan,’ âle Erpelding en hij rûn fuort om syn plak achter de werpheuvel yn ’e midden fan it binnenfjild yn te nimmen. De ploech fan Bonnie draafde it fjild op. Se rôpen elkoar bemoedigjend ta. De taskôgers út Bonnie jûchheiden sa lûd dat se yn har entûsjasme mei har allen oer de tredde honkline strûsden. De skiedsrjochter treau har werom. De rjochtshandige Ed van Driel stapte op de heuvel ta. Hij goaide in pear ballen om op te waarmjen. Hij smiet in hurde ûnderhânse bal dy’t út syn ankel like te kommen. Hij koe gjin curve goaie. Syn ballen kamen omheech as stigende wite kûgels, en hieltyd flugger. Op ’t lêst sei er dat er klear wie.

‘Slachman op posysje!’ rôp Erpelding.

De earste man foar Sioux Center wie in lyts baaske, rjochtshandich. Van Driel sette de rjochterfoet yn in gatsje, swaaide en smiet. Op it momint dat er dat die, lake er breedút syn toskten bleat. Sa wist de slachman dat der in gemeen kring oan kaam.

‘Slach mist.’ En de wedstryd wie begûn. De lju út Bonnie raadsen; dy út Sioux Center rôpen ‘boe!’ Free jûchheide net sa folle, der wie tefolle om nei te sjen. Hij frege him ôf hoe’t de minsken de tiid fûnen om noch jûchhei te roppen.

De earste fiif innings reage Van Driel se mei syn lege ballen fan it fjild. Twa kear miste de slachman syn bal. Elke kear dat er dat die, makke syn brede laits de slachman fan Sioux Center sa lilke, dat er mei de kneppel tsjin de grûn hufte. Undertusken hie Gath in probleem om syn outdrop fuort te krijen. Dy wie sa grut as in hoepel. Mar de

slachlju fan Bonnie wachten oant er achter kaam en gongen dan achter syn flugge bal oan. Hij like rjocht tsjin it tsjokke part fan de slachhouten fan Bonnie oan te smiten. Strakke ballen fleagen it hele fjild oer.

Alfred krige in frije loop, in pop-up en in twahonkslach. Dy wie sa skerp slein, hij fleach streekrjocht helendal nei it stek bij de dyk.

‘Geweldich, Alf,’ rôp Sherm fan de syddline fan Bonnie. ‘Dyn frou hie dêr de wash fan in hele wike oan hingje kinnen.’

Troch al dat gebombardear op Gath stienen de famkes fan Bonnie op har hearamt te razen en dûnsjen fan wille, wylst de famkes fan Sioux Center op har hearamt fan kjellens stil waarden.

Doe’t Sioux Center begûn te batten oan it begjin fan de sechde inning, wie de stân 10-0 foar Bonnie. Mar dêrnei feroare der wat. Van Driel begûn wurch te wurden en de jonges fan Sioux Center begûnen syn werpballen better ûnder kontrôle te krijen. Al gau begûnen strakke ballen oeral oer it fjild te gûnzjen. De trije útballen dy helte fan de inning wienen dreech. Omke John spile earst geweldich, en sprong heech de loft yn foar in wylde smet, en bij it delkommen smiet er de lea nei it honkessen om it krekt op ’e tiid oan te tikjen. ‘Godskes, dêrom spilet er foar mij!’ rôp Garrett. It slagge Van Driel om de twadde slachman út te skeakeljen doe’t er tafallich in curve nei links smiet foar de tredde strike. En Sherm heinde, sa’t Alfred achterôf opmurk, in mooglik ûnmooglike bal oer it skouder wylst er bij it binnenfjild weidraafde lâns de bûtenline fan it linkerfjild. De honken wienen doe fol mei al ien run binnen. Sioux Center koe dat earst net leauwe en sei dat Sherm de bal op de stuit heind hie. Mar de earwearde Merle Babcock, dy’t krekt op dat stuit troch de hikke kaam bij de dyk, hie dat sjoen en sei dat Sherm him heind hie, en him koenen se eigenlik net tsjinsprekke. Stân: 10-1.

Yn de lêste helte fan de sechde inning krige Gath ynienen syn outdrop ûnder kontrôle en begûn er leech oer de bûtenste hoeke te smiten. Doe wie it de beurt fan Bonnie om wyld yn de loft om te graaien. It liken krekt flinderjagers sa’t se alle kanten út skeaten. Gath liet de grutte wite tosk sjen dy’t dêrbij hearden en traktearre op syn beurt de ploech fan Bonnie op syn kwea-aardige laits. De supporters fan Sioux Centre waarden wyld. De famkes op it hearak raasden en dûnsen. Wylst de fans fan Bonnie deastil sieten, en hopen dat har jonges op ien of oare manier noch de oerwinning binnenslepe koenen. Alfred miste de lêste bal tsjin it ein fan de sechde inning. ‘Toe, heit,’ rôp Free. ‘Reitsje dy bal.’

Alfred lake skiepachtich nei Free doe’t er bij it tredde honk syn posysje ynnaam. ‘Dat kinst maklik sizze, reitsje dy bal. Mar dy curve fan him is noch slimmer as in amaril. Krekt as is er ynsmaard mei ûnsichtbermeitsjende inkt.’

De pitchers fan Sioux Center prestearden trije runs oan it begjin fan

de sande inning, en noch fjouwer yn de achtste, wylst de Bonniemannen neat skoarden, want seis man sloegen achterelkoar mis. Sels Garrett of Sherm koe net de skroeiende bal smite sa't Gath dat doe die. Free waard sa senuwachtich dat er syn gaseuze fergeat, en ek it swarthierrige famke achter it earste honk. Nei mei 10-0 foarstien te hawwen hie it net mooglik like dat Bonnie ferlieze koe. Mar sa wie it wol: Bonnie 10, Sioux Center 8.

Oan it begjin fan de njoggende inning, wylst Sioux Center sloech, wreau Van Driel nei elke smet hieltyd oer syn earmtakke. Hij glimke wat flau. Acht smeten en Van Driel hie twa man in frije loop jûn. No't de homerun-slachman fan Sioux Center dêrnei oan 'e beurt wie, like dat de ein fan Bonnie te wêzen. Van Gelder swaaide mei syn kneppel as wie it in rjemmeklopper. As dy Van Gelder oait ien fan de sloppe werpen fan Van Driel te pakken krige, pas op, dan wie it spul finaal ôfrûn.

Garrett sette syn masker ôf en woe in time-out. Hij rûn stadich nei de heuvel om mei Van Driel te praten. Hij wreau hieltyd oer de bal, en syn blauwe eagen seagen alle kanten út. Van Driel liet de kop hingje.

'Spylje blinder!' rôpen de Sioux-Centerfanaten. 'Gjin getreuzel. We ha fan 'e jûn noch wurk te dwaan.' De sinne stie feitlik al leech oan de loft. 'Spylje,' rôp skiedsrjochter Erpelding. Garrett draaide him om en wonk mei syn finger Alfred nei de werpheuvel.

'Ikke?' sei Alfred.

'Jawis, do.'

'Okee,' en hij rûn derhinne.

Sherm en omke John kamen ek oandraven. Se leinen mei har fiven oer. Doe rûn Garrett ynienen wer nei achter de plaat werom en stiek Alfred de rjochtertean yn it smytgat en goaide wat ballen om op te waarmjen. Van Driel naam Alfred syn plak yn bij it tredde honk.

'Alfredson goait no foar Bonnie,' kundige Erpelding oan. Free syn mage kromp bijinoar. Syn heit soe smite. De spilers fan Sioux Center lâns de line fan it earste honk pleagen Alfred mei syn lange skonken en syn grutte noas.

'Spylje!'

De grutte baloprommer, Sam van Gelder, stapte it perk fan de slachman yn. Hij sloech de earste twa ballen fan Alfred mis. Van Gelder joech dêr neat om. Hij wachte op in sekere maklike bal. Alfred koe net mear hurd smite, mar hij koe de bal wol teplak krije. As er woe rekke er thús in ko mei in kolf op de sturt elke kear dat er smiet. De froulju út Bonnie jûchheiden bij de twa missleine ballen as mienden se dat it twa outballen wienen. Alfred leunde nei foaren om it folgjende teken op te heinen. Dat joech Garrett, wylst er dat mei soarch ferburch

yn syn want tusken de knibbels. Alfred knikte. In grutte liepe laits krolle him om syn mûle. Free kreunde. Dy ferneamde laits betsjutte in curve. Syn heit koe bêst in curve goaie, mar dy betsjutte neat nêst Gath syn geweldige outdrop.

Free tocht: 'Van Gelder slacht no in homerun.' Doe sprong er, om de wedstryd te rêden, oerein en raasde: 'Heit, goai heit syn hurde bal. Heit wit wol, dy hurde omheechfleanende bal.' Hij hope dat Van Gelder him hearre soe en sa foar de gek holden waard, nettsjinsteande syn heit syn grutte allesferklappende laits.

Alfred makke him klear, syn earm en syn belangrike noas kamen nei foaren en doe skeat de grize bal nei de thúsplaat. Garrett gong klear stean om him te heinen, wat der ek gebeurde. Even like it, sa't Garrett nei de kommende bal stoarre, dat er der wis fan wie dat dy Van Gelder reitsje soe.

Van Gelder tocht ek dat de bal him reitsje soe. Hij hie de hele dei gjin curve sjoen en ferwachte in hurde bal.

Ynienen, sa'n trije meter fan de plaat, stûke de bal en bôge, krekt as Alfred syn brede laits, rjocht oer de plaat hinne.

'Tredde slach.'

Tsjonge! De ploech út Bonnie jûchheide lûd en de froulju út Bonnie op har tribune begûnen elkoar te omearmkjen en te tútsjen dat it in lust wie. Van Gelder seach as hie er krekt heard dat ien út syn famylje stoarn wie. Garrett kaam achter de plaat wei mei de bal omheech en swaaide dêrmei nei syn ploech om sa te sizzen dat se no har bêst dwaan moasten foar noch twa outballen.

De folgjende slachman wie net fan doel te wachtsjen oant er ferrifele waard troch Alfred syn glimkjende curvebal. Hij naam de earste bal en sloech dy mei ien stuit rjocht op Van Driel ôf. Iderien hold de siken yn, wittend dat dy syn earm tenein wie en dat er grif de bal net helendal oer it fjild nei it earste honk smite koe. Mar Van Driel lake syn brede wite laits en stapte nei it tredde honk foar in twongen loop.

De folgjende slachman, Bert van Critters, wie ien fan dy beroerde slachmannen fan links. Hij liet Alfred syn earste twa ballen fleane, tinkend dat hij toch net wend wie oan linkshandige slachmannen. Beide ballen wienen kwea. Foar Alfred wie it krekt as molk er in ko oan de ferkearde kant. Garrett stie sa mâl te sjen achter syn masker dat er krekt in gorilla mei pineholle like. Hij prakkesearre even goed en joech doe it folgjende teken. Alfred tocht dêr even goed oer nei en lake doe wer syn ferneamde laits.

'O,' kreunde Free yn himsels wylst er op knibbels sakke, 'ik woe dat heit him net sa kenne liet.'

It wie wol degelik in curve. Mar de slachman tocht dat er kwea wêze soe en de bal fleach him foarbij.

‘Earste strike.’

Garrett joech wer syn teken en Alfred leunde nei him ta en lake wer syn brede laits, en wer trape dy ferfelende Van Critters deryn.

‘Twadde strike!’

Bij it folgjende teken begûn Garrett yn syn masker snoad te laitsjen. Dat koe de slachman fansels net sjen. Alfred seach en wie ferrast. Free wist wat dat betsjutte. Garrett woe in hurde bal presys troch it midden. As syn heit no mar slûchslim wêze koe en beare koe dat er de curve wer smite soe. Mar as syn heit sa ferbaasd seach, dan ferrette er himsels.

In pear kringen fan jonges út Sioux Center stieken doe krekt in swiere fuotsiker oan en smieten dy midden yn it fjild. Bij it delkommen like dy earst op in maiskolf. Mar doe plofte er, mei in klap as fan in kanûn út de boargeroarloch, sa’n oardel meter achter Alfred. Dy makke in sprong as wie er in âlderwetse akrobaat. Hij wie springende lilik.

Free tocht: ‘O nee. No ha se harsels te pakken. As heit lilik wurdt kin er alles. Hjir ha se in rare fout makke, godtank.’

Doe’t de riik oplutsen wie, moast elkenien fan de skiedsrjochter syn plak wer ynnimme. De slachman stapte nei syn plak. Alfred makke him klear en smiet. Hij glimke net. Mar syn kaak stiek nei foaren as de hurde tean fan in skuonlears.

Wylst de bal op Van Critters ôffleach, wie te sjen dat er net rjocht wist wat er ferwachtsje koe. Syn kneppel wibeke wat hinne en wer. Hij sette himsels yn postuer om de curve te slaan, en doe wer net, foar it gefal dat it in hurde bal wie. De bal gong rjocht op syn doel ôf mei alles deryn wat Alfred deryn lizze koe. Van Critters moast wol slaan. En hij sloech te let. Bats. De bal rekke it hânfet, in slop baltsje mei krekt genôch kracht om oer Sherm syn holle hinne te fleanen foar in koarte stop.

Sherm sette der achteroan, sa hurd dravend mei de holle achteroer nei de bal sjend dat syn pet ôffoel. Syn gouden hier waaide achter him oan. Earst gong de bal hurder as hij koe en wie dy him in pear stappen foar. Mar nei sa’n tweintich meter begûn de bal stadiger te gean en helle Sherm him yn. Undertusken, mei twa out, wienen beide runners oan it draven bij de honken lâns nei it thúshonk. Krekt doe’t de bal it griene gers reitsje soe, doek Sherm der mei de want omheech langút op ôf, wylst er tagelyk syn rjochterhân útstiek om de fal te brekken. De bal kaam presys yn it midden fan de want telâne. Op it stuit dat dy de want rekke, liet Sherm syn skouder en hals de grûn reitsje en makke doe in hele draai yn de loft en hij kaam plat op de rêch terjochte. Hij hold syn want omheech om sjen te litten dat er de bal hie. Sherm wie in geweldige koartstopper.

‘De slachman is out!’ rôp skiedsrjochter Erpelding. De fans fan

Bonnie jûchheiden har spilers ta. Nei de tiid wie alles wat omke John dwaan koe, dêr te stean en te skodholjen.

‘Dy Sherm. Hij gong achter dy bal oan as wie it syn eigen siele.’

Free wist dat ek in oarenien in held wie. Hij draafde it fjild oer en sloech syn heit de earms om de mul. ‘Dat wie nochris in ôflossing, heit.’

In skoftke letter tocht Free der pas oan dat er noch altyd syn limonadegaseuze bij him hie. Syn tomme wie wyt dêr’t er him op de iepening fan de flesse knypt hie. Geweldich. Hij hie noch altyd in heel soad drinken oer om de oerwinning te fieren. De smaak fan it donkere drinken brocht him wer it kreaze donkere famke yn ’t sin. Hij seach om him hinne en socht om har bysûndere gesicht tusken de fuortslûpende fans fan Sioux Center. Al gau seach er har. Se hie noch altyd har hân yn dy fan har heit, en se gûlde en seach treurich omdat har stêd ferlern hie. Even letter fielde Free him ek treurich. Je koenen net alles hawwe, in oerwinning, drinken, en in famke. Hij liet har yn de massa ferdwine.

Hij bleau noch wat hingjen om it spul nochris te belibjen. Hij stiek de tean yn it gat dêr’t syn heit dy ferrifeljende hurde bal út smiten hie. Hij bearde dat er Sherm wie dy’t in sloppe bal al dravend oer syn skouder opheinde. Hij leunde hurder foaroer as dat er draafde en foel plat op it liif, en griemde dêrbij wat fan syn drinken. Al mei al in prachtige dei, Bonnie 10, Sioux Center 8.

Werom yn it bosk, frege Ada bij it jûnsiten yn de iepen loft oan Alfred: ‘No, Alfred, hat dat meidwaan oan dat honkbalspul it keninkryk fan God wat tichterbij helle?’ Se frege dat mei in glim op har gesicht, mar der siet toch wat stikelichs yn.

Alfred biet yn in radyske. ‘No, dy misjonaris, Merle Babcock, tocht blykber fan wol.’

‘O ja?’

‘Ja. Hij stie bij it publyk en geniete fan it spul, lykas alle oaren. Ik tink dat er feitlik wat oan ús kant stie.’

‘O kom no, Alfred. Dy soe nooit in kant kieze bij in bernespultsje.’

Free waard lilik. ‘Mem, heit wie hjoed in grutte held en de misjonaris moast dat sjen. Heit kaam yn it spul oan it begjin fan de njoggende inning, doe’t noch gjinien out wie en hij hat mei geweldich werpen de wedstryd rêden. Je binne in held as je geweldich goaie, mem. Hij hat sels mij ferbaasd.’

Alfred fûn it aardich dat Free it foar him opnaam en betanke him mei in fyn glimke. Ada skodholle noch altyd. Se wie stiifkoppich as it oer dat honkbal gong.

Dy jûns sette iderien nei it honkbalfjild fan Hello oan de westkant

fan de stêd om it fjoerwurk te sjen. De lju stienen wol tolve rigen djip om it spylfjild hinne. Gesichten en ljochte simmerboesgroentsjes gloeiden op ûnder it spetterjende ljocht fan de fjoerpylken.

Mei de holle achteroer, it kin strak omheech en sjend nei de paraplufarmige fjoerpylken heech boppe him, moast Free in pear kear krôkje. Elke kear kamen dêrbij de gassen fan de limonade yn syn noasgatten omheech. Dy gassen lieten him wer tinke oan it donkere moaie famke en weemoedich winske er har noch ienris te sjen. Krekt doe't der ferskeidene heel lûde fjoerpylken ôfgongen, mei blauachtige slierten dy't oer alles in ljocht smieten as fan it lêste oardeel, krekt doe seach er dat bysûndere gesicht wer. Se stie mar sa'n tsien trêden bij him wei. En it wie net tafallich dat er har seach. Sij seach ek nei him. Se hie sels al in skoftke nei him stien te sjen. Want op it stuit dat er har yn 'e eagen seach, moast se muoite dwaan om har fan him los te meitsjen. Stadich draaide se de holle om en seach se de oare kant út. Aah. Dan wist se dat er de hele dei al besocht hie om har blik te heinen. Noch better: se moast him ek wol wat lije mocht hawwe. It bewiis dêrfan soe komme as se nei in skoftke ferlegen de holle omdraaie en him wer oansjen soe.

Hij besleat syn eagen op in gesicht te rjochtsjen nêst har, wylst er har tagelyk út syn eachhoeken sa heal en heal yn 't fizier hâlde koe. En jawis, even letter draaide har holle stadich om, en neidat se der wis fan wurden wie dat er har net direkt oanseach, stoarre se nei him lykas dêrfoar. Dat frjemde famke wie fereale op him. Dat koe net moaier, want hij hold fan har.

En hij hold fan mem, en hij hold fan syn broers, en fan syn heit, en fan God en Jezus en de Hillige Geast. Hij hold sels in bytsje fan de Satan. It wie in fantastise Fjirde July.

Free ❁ 48

Jake Young wie in pear jier âlder as Free. Hij wie net sa skrandere en hij wie wat ûnhandich, mar der siet safolle libben yn him dat syn maten it him meastal ferjoegen. Free en Jake troffen elkoar soms as se op sneintemiddei de kij ophelje moasten. Jake syn folk, de famylje Sam Young, hie de pleats fan Buwulf oernommen dêr't Dick Buwulf earst wenne hie. Op in snein frege Jake oan Free oft hij en syn broers net in kear mei him en syn broer en suster swimme woenen.

'Jim swimme yn de rivier?'

'Jawis. Dêr ûnder it klif.'

Free hie op in jûn wolris sjoen by de rivier dêr't er donker en grien

en stilwei ûnder de beammen kronkele, ûnder oan de giele klaai fan it klif. It hie him dêr ôfgryslk djip talike. ‘Sitte der dêr net steile gatten yn, of draaikolken?’

‘Nee. Gjinien. It is dêr moai sânich en komst mar oan dyn kul ta. Do kinst dêr net ferdrinke, ek al woest it.’ Jake syn brune eagen wienen ien en al wille. Syn tsjokke reade lippen krollen helendal oan syn beweechlike earen ta. ‘Wêrom nimst moarn dyn broers net mei? Floris en Willard Haber komme ek.’

‘Mar wij ha gjin swimpakken.’

‘Wij ek net. We swimme neaken.’

Free skuorde de eagen op. Jake syn suster Gertie swom neaken mei har? Dat moast er sjen. ‘Hoe let?’

‘Direkt nei it middeisiten. We slûpe altyd fuort as heit in knipperke nimt.’

Free en Everett naaiden ek út doe’t har heit in knipperke naam. Se draafden hast it hele ein op bleate fuotten. Pas boppe op de lêste heuvel dienen se it rêstiger oan. Op de skeante ûnder har groeiden krúsbeien, sa tsjok as de boarstels op in bear. Oan de oare kant fan it folgjende ravyn, dêr’t de rivier fuortbôge, wie it giele klaaiklif. En ja hear, de bern fan Young en Haber hienen dêr al in heel soad wille. Se sprongen yn it griene wetter om. Mei har útstekkende earmtakken en knibbels liken se op in stel wite boartsjende kikkerts.

Free en Everett rûsten troch de krúsbeien nei ûnderen, en wâden doe troch in rige wylgebeammen in sânich strantsje op. Klean fan de bern leinen hjir en dêr oer it sân. Free en Everett skeaten ek hastich út ‘e klean, boesgroentsjes en overallen en ûnderguod. Doe hipten se nei de râne fan de rivierswâl en ploften deryn, dat it griene stromende wetter wyt omheech brûsde.

It wetter wie kâld. Mjek. Free gappe even nei de siken. Mar hij doek wer ûnder en doe’t er de twadde kear boppekaam om te sykheljen, wie it oer. De bern fan Young en dy fan Haber hienen it sa drok mei elkoar wiet te spatten yn in wettergefjocht, dat se Free en Everett earst net iens fernamen. Doe’t se dat wol dienen, klonken der lûde wolkomstgjalpen.

‘Jim binne dus ek kommen. Moai sa!’ En doe begûnen se wer opnij mei in wettergefjocht. Free hie noch noait sa’n wille hân as bij dit lûdroftige ombatsen yn it wetter. Hij learde al gau dat er, as er syn hân heal iepenhold mei de fingers wat krom en dan mei de mûs fan de hân sa’n tombreed djip troch it wetter skearde, wetter nei de fjân snjitterje koe as in brânwachtslange, sels oer in ôfstân fan fiif meter. Hij begûn mei beide hannen wetter te snjitten.

Midden yn in pear ferskillende wetterslaggen stie er ynienen wetter nei Gertie te spatten. Hij koe har oan har lang reade-klaaikleurich hier.

Fierders, neffens wat der boppe it wetter te sjen wie, like se op in jonge. Se hie de eagen tichtknypt en hold ien hân foar de noas, wylst se mei de oare focht. Free trof har mei in wetterskot yn har hymjende mûle, koart en hurd as hagel. Se moast omkeare en fuordûke. Hij sette har achternei en se moast ûnder wetter dûke om te ûtnappen. Se doek sa djip dat se ûndersteboppest kaam te stean, mei de kaaigatten bleat. Floris rekke Free mei in skot fansiden en Free moast him omkeare en him oan dy kant ferdedigje. Gertie koe útnaie.

It swimmen like Everett ek wekker te meitsjen. Hij hipte as in oerdwealske healwizeling hinne en wer yn it ûndjippe oan de oare kant. Hij swom ûnder wetter yn it djippe en kaam stikem op de oaren ta en kipere se achteroer it wetter yn. De bern wienen allegear bliid dat Everett einliks ek mei de oaren meidie.

It grutte hynder Jake klom bij de rivierswâl op en doe in stikje yn in grouwe wylch op. Dy bûgde oer as in swipe. ‘No, dêr komt er,’ rôp er, wylst de wylch op en del weage. Syn noas mei ien hân tichtknipend sprong er nei it djipste part fan de rivier, wylst syn lytse man bij dy sprong omheechwipte. Hij ferdwûn op ‘e hûken sittend mei in grutte fulkaan fan omheechspattend wetter, en kaam even letter wer boppe, mei earst de reade mûle iepen, doe de brune eagen. Pete Young besocht dat dêrnei. Dy wie folle behindiger as Jake, en sierliker boud. Hij siet ûnder de rustbrune ljipaaien. Bij it springen like er op in sprinkhoanne mei de poaten opteard.

Iderien moast doe prebearje te dûken. Mei de hannen rjocht foar syn noas sprong en foel Free heal yn it sacht sljurkjende griene wetter. Hij glied deryn as in spear. It iennige wie dat syn noas fol rekke en grien stiek. De boaiem fan de rivier wie fan sacht sân. Hij fiede sânkerrels oer syn teannen draaikolkjen. Krekt as waard er kidele troch stikelbearskes.

Floris wie suver in like rûch hynder as Jake. Hij wie allinne kreazer. Hij besleat wat achterút te rinnen en mei in oanrin fan de wâl te ljeppen. Floris draafde wat ûnbehelpenich, mar hij koe wol hurd, en doe’t er fan de râne fan de swarte rivierswâl ôfsaaide, giselen syn fuotten noch altyd yn ‘e loft. Hij kaam as in sweltsjetipstientsje op it wetter del, en sonk doe fuort, mei ien hân rjocht omheech.

Dat moast Gertie doe ek prebearje. Mei it klaaireade hier achterútswaaiend en mei wjokjende earms draafde se as in jonge, mei de knibbels heech fan de heupen ôf optild. Je koenen amper fernimme dat se oars wie. Se saaide fan de wâl ôf as woe se oer it wetter drave. Mar se wie fansels Jezus net en gong úteinlik lykas de oaren kopke-ûnder.

Willard Haber moast ek prebearje te fleanen. Hij hie koarte poatsjes en draafde as mei de foarpoaten fan in ponny. Doe’t er it wetter rekke,

wie it krekt as hie ien der in sek semint yn soald. Se praten amper. Se raasden. Der wie safolle te dwaan yn dy prachtige loom stromende griene rivier. De smaak fan grien wetter djip yn de noas op wie folle better as alle limonadegaseuze fan de hele wrâld. Al gau hearden se ien út de fierte roppen. ‘Jake? Gertie? Tiid foar jim putsjes. Aaien fandelje.’

Dat makke der in ein oan. Se kroepen it wetter út, mei blauwe wangen en de fingerseinen ronfelig wyt. Op de rivierskant klaaiden se har, mei de rêch nei elkoar ta, wer oan. It klaaiklif boppe har glom as in grutte aaidjerre. Se praten ôf de oare dei werom te kommen en gongen doe, swaaiend nei elkoar, hastich nei hûs ta. Free en Everett namen de kij mei. Dat besparre har in reis it lân del.

Dy nachts kaam it út oer Garrett. Free hearde syn heit en mem deroer praten neidat se op bêd gongen wienen. Hij koe har net goed hearre dêr’t er lei, dat hij sloep it keammerke boppe de keuken yn en hearde sa alles wurd foar wurd. Garrett hie it mei Laura Pipp dien en moast mei har trouwe. Garrett? Dy’t op de Fjirde July in grutte held west hie.

De oare moarns hearde Free hoe’t syn heit Garrett op in freonlike manier beskrobbe. Mar Garrett koe dêr net oer en hie syn toskjen sjen litten. ‘No, Alf, wat wolst dan dat ik doch, myn kloaten derôf gnauwe?’

Doe’t Free en Everett dy middeis bij it swimgat oankamen, hienen Jake en Floris en Gertie ek al heard wat Garrett dien hie en praten se oer ûntucht. Se swommen op syn hûntsjes yn it wetter. De lytsere bern hienen it te drok yn it ûndjippe om har oer ûntucht te bekroadzjen.

Krekt doe’t Free yn it wetter stappe soe, seach er in deade krabbe yn it sân lizzen. Dy wie yninoarkrompen ta in stevige sirkel. Krabben yn de rivier? Mei har ôfgryslke pearse skjirren, krabben dêre? Bij de gedachte dat ien fan har him bij de grutte tean gripe soe, moast er huverje. As it swimmen net sa’n grutte aardichheid west hie, soe er der net oer prakkeseare om oait it wetter yn te gean wylst dy dingen yn it tsjuster fan it wetter op ’e loer leinen. Hij wâde stadich it wetter yn.

Everett haaste him foar Free it wetter yn bij de oare bern. Jake swom in eintsje mei allinne syn holle boppe wetter en syn hannen ûnder wetter.

‘Iderien docht it foardat er troud is.’

Floris swom in eintsje, en sei: ‘No, ik noch net.’

Gertie mocht net oer it praat fan Jake en Floris. Se sakke oan de hals ta omleech en skoffele fansiden nei dêr’t de lytsere bern yn it ûndjippe boarten. Se makke har gesicht neutraal.

Jake sei: ‘No, ik wol.’

Floris sei: ‘Do? Mei wa dan?’

‘Ik en Pete dogge it elke sneintemoarn mei Gertie as de oaren yn tsjerke sitte.’

‘Echt wier?’

‘Ja. We wachtsje oant de oaren echt fuort nei tsjerke binne en dan geane we nei boppen nei Gertie har bêd.’

Floris draaide mei de eagen. ‘Man.’

Jake begûn ûnder wetter mei himsels te boartsjen. Troch it griene wetter wie te sjen dat er in grutten hie. Hij hie ek al wat hier, mear as Floris. Jake syn boskje wie readachtich, krekt as Gertie har lang klaairead hier. Jake gniisde nuver. ‘Skinke en aaien tusken dyn skonken, myn masine en dyn masine sille in baby meitsje. Kom op, Floris, Free. Prebearje it ek ris. Goed foar de skouderspieren.’

Floris sei: ‘Yn kâld wetter soe ’k dat net kinne.’

Jake sei: ‘Hast der oait yn ’e sliep oer droomd, datst dan wekker waardst, en dat it dan al te let wie en datst him beetpaktest om it lêste derfan te genietsjen, sadatst it diest en toch ek net diest?’

‘Nee.’

‘Nee? No, ik tink dat ik miskien wol trouwe wol mei myn rjochterhân.’ Ynienen die Jake de eagen ticht en hij kreunde en bûgde him achteroer.

Floris bewûndere wat Jake dien hie. Syn tsjokke swarte wynbrauwen kniepen bijinoar. ‘Man, en noch wol yn kâld wetter.’

Free woe wol dat er mear hier hie. Krekt as Gertie bleau er sekuer oan de hals ta yn it wetter, sadat Jake en Floris him net goed besjen koenen.

Floris sei: ‘Ik sil ús heit en mem freegje om in kear op in jûn bij jim lâns te kommen, en dan kinne Gertie en ik ergens hinne drave as we beskûlboartsje, en dan kin ik it einliks ek in kear dwaan.’

Jake sei even neat. Hij wie sa ernstich wurden as in dominy. ‘Gertie wol it allinne op sneintemoarn dwaan, op har eigen bêd.’

‘Wêrom net ergens oars?’

‘Wit ik net.’ Doe sei Jake: ‘Hup, lit ús krekt as juster willemeitsje.’

Mar Floris en Free koenen har der op ien of oare manier net ta sette. Sels it griene prykjen fan it wetter yn har noas wie net itselde. Se besochten beide in glimp op te heinen fan Gertie út it wetter wei, mar dy bleau de hele middei oan de hals ta yn it wetter. Se gong ek net, doe’t it tiid wie om nei hûs te gean, tagelyk mei har út it wetter wei om har oan te klaaien. Se wachte oant se allegear út it sicht ferdwûn wienen.

Op wei nei hûs de kij foar har útdriuwend, begûn Free wer oer Garrett nei te tinken. Garrett prate der altyd oer. Lykas doe’t Free syn heit en Garrett op in middei de lunsj brocht, wylst se de westlike fjirtich oan it kultivearjen wienen. Free hie net folle omtinken jûn oan wat syn heit en Garrett bepraat hienen doe’t se har brochje opieten en har kâlde tee dronken, oant Garrett sein hie: ‘Hij wie sa ûnhandich, se hie him úteinlik fertelle moatten dat er him yn it ferkearde gat hie, sa dom wie

er.' Syn heit hie wat grânzge en in o sa bryk gesicht lutsen, krekt as wie him wat út syn sneinske piip yn 'e kiel sketten.

Doe't Free en Everett wer op har hiem kamen, wist Free fuortdaalk dat der wat mis wie. Syn mem wie krekt út de bou kommen, in hânfol bytsjes bij it lof beethâldend. Se briek dat der mei in koarte knik fan de pols ôf en goaide de bytsjes yn in amer. 'Wêr ha jim de hele middei úthongen?'

It hie gjin doel om te ligen. Mem wist it al. 'Te swimmen west.'

Se sette de hannen op de heupen as in generaal. 'Wêr?'

'Yn de rivier.'

'Jim hienen wol ferdrinke kinnen, de rivier is djip op plakken.'

'Dêr't wij wienen wie it mar sa djip.' Free draaide him om nei Everett. 'Wier of net?' Everett seach fansiden, syn mem noch Free oansjend.

'No, hoe dan ek, mei wa ha jim hjoed swommen?'

'De bern fan Haber en fan Young.' Wêr doelde se op?

Ada sette de hannen opnij op de heupen. Har gesicht wie wat read oanrûn. Har eagen wienen blau en fjouwerkant. Se biet in pear kear op de tonge. It wie te fernimmen dat se besocht om út te finen hoe't se in lestige fraach stelle moast. 'Wie der ek wat nuvers oan hoe't jim hjoed swommen?'

Everett stoarre syn mem glêzich oan. Dy die gjin lichten. 'Oars as oars? Witst dêrfan?'

Free tocht oan wat Jake dien hie. As se dêrnei pinfiske, soe se dat noait fan him gewaar wurde. Dat wie wat foar in jonge om foar himsels te bewarjen. 'Allinne mar jonges dy't yn it wetter boarten.'

'Wie der ek wat nuvers oan ien fan dy jonges?'

Everett beseftte lang om let wat der frege waard. 'Ja, ien fan har wie in famke.'

'Aha.' Ada skodholle. 'Dat, dan is it wier.'

Ien moast har opbelle hawwe. Dy frekte útfining, sa't har heit sei. Gertie moast har mem ferteld hawwe dat Jake en Floris smoarch praat útslein hienen oer ûntucht. Dat wie bespotlik, nei wat Gertie op snein sels mei har broers dien hie ûnder tsjerktiid. Al koe Free wol ynsjen hoe't dat gebeurd wêze koe, sûnder dat se dêr wat ferkeards mei bedoelden. Der wie wat mei de sneintemoarn, as je allinne thús wienen, dat je derta brocht om wat spesjaals en opwinends te dwaan. Hoe dan ek, de frou fan Sam Young moast hystearys wurden wêze oer har earme ûnskuldige dochter Gertie, dy't mei al dy jonges swom en se moast begûn wêze al de oare memmen dêroer op te beljen.

Ada liet de hannen sakje. 'No ja, wat gebeurd is, is gebeurd. En út jim reaksje kin ik fernimme dat it frij ûnskuldich west hat.' Toch hold se myld de finger foar Free syn gesicht. 'Tenei, jongeman, moastst earst

permisje freegje foardatst te swimmen giest. Hast dat heard? En mei wa.'

'Ja, mem.'

'No, we prate der net mear oer. Doch jim kerweikes.' Se draaide har om nei binnen ta, bij harsels mompeljend: 'Heare God, as de seks syn smoarge kop opstekt, wit men noait wat der dêrnei gebeurt.'

De sneins dêrnei rieden se om fjouwer oere fan tsjerke nei hûs. De âld Buick wie krekt oer de planken brêge oer de Little Rock rivier rôle, doe't Alfred tocht dat er in frjemd lûd hearde. Hij helle de foet wat fan it pedaal om better te harkjen.

Free seach tafallich bij de rivier omheech nei it sânige plak dêr't hij en Fredrika in kear woarstkes roastere hienen. Ynienen seach er ta syn ferbjustering hoe't it strantsje ferdwûn ûnder in oanstoarmjende kolkjende muorre fan brún wetter. Dy muorre wie sa heech as in beam en wie grôtfol beamstammen, stekpeallen, âlde ferrotte blokken hout. It like krekt as rôle in breed spjeldekjessen hals oer de kop de rivier del.

'Heit!' rôp Free, 'sjoch dêr de kant út fan muoike Josephine.'

'Godskes!' Alfred trape op it pedaal. 'We moatte sjen dat we hjirwei komme. Nei de hegere grûn.' De âld Buick gûnze fuort en al gau klommen se omheech nei de folgjende hichte. Alfred stoppe bij de hoeke en sprong derút om achter him nei de lichte te sjen lâns de rivier. Ada en de bern dienen dat ek.

De wettermuorre gisele it hiem fan muoike Josephine foarbij. Hij kaam krekt net oan de muorre fan it hûs ta. Der klonken in heel protte sûgjende lûden yn de bolderjende wettermuorre. Dy wie net te kearen. De oastlike râne fan de wettermuorre soppe oer de legere greiden. De brune muorre wie it heechst yn 'e midden dêr't it wetter it fluchst stroomde.

De hege midden fan de brune flood brûsde ûnder de planken brêge troch. It wetter kaam sa heech dat in pear oer de kop dûkeljende beammen fêstheakken oan de brêgestilen. In skoftke letter skuorde it stromende hege wetter har wer los.

Alfred sei: 'Grif in swiere ûnwaarsbuoi ergens heger oan de rivier.' Iderien seach nei it noardoasten. Alles wat se seagen yn de foarm fan wolken wie inkeld de sliert fan in leechreinde tongerkop. De sydkanten fan de brune flood kamen al gau yn de sleatten op, en riidsen doe fluch oer de dyk hinne. It wie slim te leauwen dat soks allegear gebeurde.

'Dêr giet in ko!' rôp Albert, 'en hij kopketommelt.'

Ada sei: 'Lit ús mar hoopje dat der gjin earne stakker fan in minsk meisleapt is.'

'Dêr giet in hinnehok,' rôp Everett. 'Mei alle hinnen noch op it dak.'

‘Man,’ sei Albert, ‘God is fan ’e moarn grif mei de ferkearde foet fan bêd stapt.’

‘Albert,’ sei syn mem, en se streake him wat oer it hier, ‘praat net sa oer God. Dat is godslasterlik.’

Oan de oare kant fan de brêge begûn him in lange rige auto’s en buggys te foarmjen. Dat wienen famyljes dy’t it tsjerkepleintsje wat te let ferlitten hienen.

Alfred sei: ‘De rivier sjocht der ynienen út as de Missouri.’

Free seach nei dêr’t yn de sleat nêst de dyk it wetter op har takommen wie. ‘Ik tink dat it no net mear stiicht, heit.’

Alfred seach der ek nei. ‘Ja. It sakket feitlik al wer.’ Al gau begûnen guon fan de gruttere beammen tsjinoer it hiem fan muoike Josephine wer boppe te kommen. Der hong allegear troep yn de tûken. Der kaam in nuvere lucht út de brune floed wei. It wie krekt de rook fan in âld dongbulte dêr’t ien mei in gripe yn omwrotten hie.

‘No,’ sei Alfred, ‘dat wie it dan, jonges. Lit ús nei hûs ta gean en oan it wurk.’

De oare moarns waard der ûnder brea-iten belle, tsien kear koart, dus foar iedrien. Dat betsjutte altyd ergens spul. Alfred rikte oer syn skouder en pakte de hoarn. ‘Ja?’

Der kreake in stim yn de hoarn. Dy wie sa skerp dat Alfred him wat fan syn ear ôfhâlde moast. Se koenen it allegear yn de keuken hearre. ‘... it lichem is ergens ûnder oan it klaaiklif dêre.’

Alfred ûnderbriek him, en prate lûd yn it mûlstik. ‘Sheriff, dit is Alfredson. Wêr kaam al dat wetter sa fluch wei?’

‘Der wie in swier ûnwaar bij Yellow Smoke justermiddei. Fyftjin sentimeter wetter yn tweintich minuten.’

‘Godsamme.’

‘Ja. Dat kaam ôfgrysluk ûnferwachts.’ Sheriff Rexwinkle syn siken rochelen yn de telefoan. ‘Sis, no’t ik jo toch te pakken ha, Alfredson, ha jo it drok?’

‘Ik moat in pear frachtsjes hea ynhelje.’

‘Kin dat even wachtsje?’

‘Wat wolle jo dan dat ik doch?’

‘It lichem sykje oan jim kant fan de rivier dêr, ûnder oan jim greide. We kinne in ekstra pear eagen goed brûke.’

‘Goed.’ Alfred hong op.

Ada wie wyt om ’e noas. ‘Wa is ferdronken?’

‘Dat lytse famke fan Hoffman.’ De bern holden allegear op mei iten.

Alfred sei: ‘Jim witte dat Pete Hoffman altyd mei in hynder-en-buggy nei tsjerke ta rydt? En gjin auto keapje wol? No, juster wie er

krekt op de brêge westlik fan Sam Young dêre, doe't dy muorre fan wetter him fansiden trof, en him mei syn frou en it lytse famke yn de rivier hompte. Pete en syn frou griepen har fêst oan in beam en bleauwen dêroan hingjen. En it hynder hat it ek rêden, nei de oare kant, mei de buggy. Mar it lytse famke is meispield.'

'Lytse Tina.'

'Ja.'

'Dat earme stumper.'

Alfred draaide syn draaistoel om. 'Free, do giest mei en helpst mij te sykjen.'

'Goed, heit.'

Ada sei: 'Ja, elke dei wurde wij bedrige troch tûzen gefaren.' Gjinien koe nei de oprop fan de sheriff noch folle troch de kiel krije. Free lies in stik út de Bibel en Alfred foege der yn syn tankgebed in pear wurden oan ta oer it famke fan Hoffman. Free sette syn striehoed op en gong syn heit achternei nei bûten ta. Alfred besleat om in gripe mei fjouwer tinen mei te nimmen foar it gefal dat se yn de djippere gatten omtyskje moasten.

It hege wetter wie de deis dêrfoar bij har lân opstrûpt. Healwei it leech wie der in grouwe beamstamme tsjin in stekpeal oandreaun dy't dêrtroch ôfbrutsen wie. Alfred skoarre de brutsen peal tydlik mei in deade tûke. Doe't se út it ravyn kamen, fûnen se oeral oanspielde troep: dweiltrochwiete deade hinnen, opswolde bargaen, tabaksdoazen, rustige molkbussen, in laadbak healfol modder. Alle deade liken stonken sterk nei ferrotting. De stank fan alles bijelkoar wie ferskriklik. Der beweegde wat tusken it oanspield spul op de gerzige rivierskant.

'Sjoch, heit.'

'Ja, jonge. Bytskylpodden.'

'Dat binne grouwen, heit.'

'Jawis.' Alfred stoarre dernei. 'Ik wist net dat we dy hjir ek yn 'e buert hienen. Se moatte fuortspield wêze út in moddergat hegerop.'

'Se lizze allegear op 'e kop, heit.'

'Ja, se binne troch it hege wetter oer de kop slein en no lizze se hjir, heech en dreech.'

'Guon fan har lykje wol dea.'

'Nee, se ha allinne mar de kop weromlutsen út 'e sinne wei.'

'Geane se dea, sa op 'e kop?'

'Sit der wol yn.' Har giele buken en ronfelige dwergepoatsjes seagen der ûnsjoch út. Troch har krokodillesturtsjes liken se op meunsters.

'No, jonge. Lit ús begjinne om dat earme famke op te sykjen.'

Free treuzele noch wat. 'Ik fyn dat we se wer op 'e búk sette moatte, heit. Ik ha der begrutsjen mei.'

‘Do witst wat in bytskylpod yn it wetter útheve kin, toch? Dyn tean samar ôfbite. Se ha kaken dy’t sterk genôch binne om in bonke midstwa te biten.’

‘Toch fyn ik dat we se omkeare moatte. It is net goed om se sa achter te litten. It binne ek skepsels fan God.’

‘Miskien kinne we better ien deameitsje en meinimme foar it sop.’

‘Jakkes, heit.’

‘Ast mar goed honger hiest, seidest dat net.’

Free pakte de râne beet fan it skyld fan de tichtstbijlizzende skylpod en sette him skrap. Hij wie swier en o sa fetlik, en syn fingers glieden fuort. Fan tichtbij roek it beest nei in wiete puozze blabze.

‘Hâld dyn fingers net te ticht bij syn kop dêr. Oars byt er nei dij.’ Free prebearre it nochris en stinnend slagge it him om him op syn búk te tearen. De skylpod lei eefkes o sa stil. Syn lange kop, heal omkeard yn syn besykjen om te draaien, begûn stadich werom te winen nei syn natuerlike stân. Free tearde noch ferskeidene oare brune lânmeunsters om. Hij wearzge fan dat slimerich gefoel, har fize stank fan ferrotte gers, mar je koenen dy earme skepsels ek net sa lije litte.

‘Yn ’e goedichheid, jonge, stel we wienen hjir net lânskommen?’

‘Toch fyn ik dat we se helpe moatte, heit.’

‘No ja, ast dat sa yn ’e holle hast, kin ik dij tink mar better helpe om in goede Samaritaan te wêzen.’ Free en syn heit tearden sa’n tolve, trettjin om wylst se bij de súdkant fan de rivier lâns rûnen. De measten wienen earst te ferdoofd om te bewegen. De rivier stie noch altyd wat heger en wie brún en goar. Der stroomden oan it oerflak noch altyd lytse deade beesten mei, mûzen, krobben, sprinkhoannen. Op de súdkant hong oan in sekere hichte ta yn alle beamtûken oanspielde troep. Je koenen sekuer sjen hoe heech it wetter kommen wie.

Se kamen krekt bij de bocht boppe omke John syn swimgat, op syn stik wyldlân, doe’t se ien roppen hearden. Dat kaam ergens foar har wei.

‘Ssst,’ sei Alfred, stilsteand, en in hân omheechhâldend. Free harke ek goed.

‘Ik ha har fûn,’ sei in stim. ‘Dêr is se.’

‘Goed. We komme der oan,’ sei in oare stim.

Alfred sei: ‘Dat binne Arlo Barth en jim omke John.’ Se haasten har oer it sân bij de rivier lâns. It hege wetter hie oan beide kanten fan omke John syn hoeke fan it lân it stikelriedstek losskuord. De boskjes wylde wylgen links fan har leinen hast plat tsjin de grûn, fol wiete strie en smoargens. De âldere wylgen liken krekt heabulten op houten stilen. Mei syn gripe noch yn ’e hân kladdere Alfred bij in swarte rivierswâl del, mei Free achter him oan.

Omke John en Arlo Barth stienen ûnder in hege prommebeam omheech te sjen. Free koe dy as de iennige wylde giele prommebeam dy't noch oer wie bij dat stik fan de rivier. Alle oare wylde prommebeammen wienen fan it hurde reade soarte dat allinne nei fûle froast swiet waard. It jier dêrfoar hienen hij en Everett en Sherm seis grutte melkamers fol giele prommen socht. De wylde giele prom wie in swiete prom en altyd it swietst as er oan de sinnekant wat readachtich wie. It wie de beam syn jier fan rêst en der wienen oan syn stikelige tûken gjin prommen te sjen.

Betiisd yn de boppeste tûken, sa'n foege twa en in heale meter heech, hong wat dat op in etalaazjepoppe like yn it warehûs fan Rexroth. In wyt sneinsk jurkje kleefde der sopkjend wiet omhinne. Alfred stie der even nei te sjen. 'Docht mij tinken oan in Indiaanse begraffenis.'

'Sst, dat mei God ferhoedzje,' sei Barth. 'Dat is heidens.'

'Se hie gjin inkelde kâns,' sei omke John.

'No, hoe krije we har nei ûnderen ta?' sei Alfred, op syn gripe hingjend.

'We kinne mar better in bile helje en de beam omkappe,' sei Barth.

Free oppenearre him. 'Net dy prommebeam. Dat is de iennige dy't hjir noch oer is.'

Barth seach him wat nuver oan. 'Mar dat lichem moat der wol út.'

'Ja,' sei omke John. 'Ik leau dat it al begjint te rûken.'

'Miskien kin ik der mei dizze gripe bij.' Alfred rikte mei de fjouwertine nei har omheech as wie se in toppe hea op in heabulte.

'Net dwaan!' rôp Free. 'Net mei in gripe, heit.'

'Hoe krije we har oars nei ûnderen ast dy beam rêde wolst?'

'Ik klim der wol bij op om har foar jim los te heakjen.'

'Is dat net frijwat aaklich wurk foar in jonge?' frege Alfred.

'Ik wol dy beam rêde, heit.'

'Goed dan. It is dyn mage. Hjir, ik stean wol even bokje foar dij.' Alfred stiek de knibbel nei foaren sadat Free dy brûke koe foar in earste stap de prommebeam yn. Omke John hold him bij de rêch beet oant er de earste tûke gripe koe. Fan dêr kladdere er omheech oant de tûken skerp waarden.

Free manoeuvrearde himsels foarbij in skerpe tûke sûnder syn boesgroen of overal fêst te heakjen, al moast er úteinlik wol de strichoed ôfsette en nei de grûn saaie litte. Hij sette de foet yn in strampel en treau himsels omheech. Syn holle striek troch in tûke mei tsjokke blêden en dêr wie se, lyk foar him. Har holle hong skerp achteroer en har lang gouden hier wie betize yn de skerpe punten fan in tinne tûke. Har hier wie slûk en sûnder klissen. It dêrtrochhinne spielende wetter hie it sa kreas kjimd as hie har mem it krekt foar it nei tsjerke gean

boarstele. De eagen stienen heal iepen, en troch smelle spleetsjes seach er blauwe rûntsjes. Even tocht er dat der noch libben yn siet en dat in soarte fan brein him oanseach. Mar doe seach er dat de pupillen yn deadseangst wiid iepenskuord foar har út stoarren. Se wie echt dea. Har lippen stienen wat iepen en har tosken wienen te sjen as de puntsjes fan twa rigen krytsjes. Har wangen hienen de kleur fan blauwe molke. Har noas wie blau, wiid iepen as in pear oanspielde seeskulpen. Se like wat op syn mem as se deawurch wie.

‘Kinst har loskrije?’ rôp omke John omheech.

It lichem roek net sasear nei maitsen, lykas it knyntsje yn de bulte troep, mar mear nei rotsjend, yn de sinne broeiend gers.

‘Kinst har loskrije?’ frege omke John wer.

‘Ik tink fan wol.’ Hij koe him der earst net ta sette om har direkt oan te reitsjen. Hij seach goed hoe’t it lichem fêstsiet. ‘Ik tink dat allinne har hier har teplak hâldt. Lykas Absalom yn de Bibel.’

‘Net godslasterje, jonge.’

‘Dat soenen jo ek dwaan as jo sjen en rûke koenen wat ik hjir doch.’

‘No, wat sei ik dij,’ sei Alfred. Free besocht om it gouden hier los te tiizjen. Dat fiede like sacht oan as in fôlesturt. It hege wetter hie ien string fan har hier om in smelle tûke wuolle. It wie it wurk fan mar in pear tellen om dat los te meitsjen.

Hij skaaide yn de beam om om te sjen wat har noch mear fêsthoud, doe’t er ynienen it lûd hearde fan skuorrende klean. It wie it wite jurkje. Bij it skuorren tearde it lichem stadich om; doe glied it lyfke, neaken behalve in lyts blau ûnderbroekje, troch de tûken fan de prommebeam nei ûnderen.

Omke John seach it behindige neakene lyfke oankommen en gong op it goede plak stean om it op te heinen, foardat it de grûn rekke. Hij die dat mei in sierlik heal spronkje. It deade lichemke beweegde as in elastise side koweffeis. Doe’t er it op ’e grûn lei, foel Free hast flau út ’e beam wei.

‘Bisto dêr wol ynoarder, jonge?’

Nei in skoftke sei Free, dat hij deroan kaam. Hij loek it stikkene jurkje los fan de stikelige tûken, rôle it op ta in bal en liet it oer de grûn falle. Doe liet er himsels út ’e beam delfalle. Omke John wuolle it wite jurkje o sa soarchsum om it stive fammelyfke hinne. Gjinen sei in wurd.

Hij krige har op en droech har oer it ûndjippe yn de rivier hinne. It noch altyd hege rivierwetter kaam hast oer de boppekant fan syn reade ljisklearzens hinne. Syn strakke gesicht wie net dat fan de altyd grapjeiende John. Hij wie troch syn lân riden mei syn Ford nei syn swimgat ta en dêr droech er it lykje hinne, dat er doe op ’e achterbank

delflijde. Hij slingere de motor oan, stapte yn, en ried stadich oer it bulterige gers hinne nei hûs. Arlo Barth gong sunich bij de rivier lâns syn eigen wei nei syn eigen lân. Alfred en Free sjokten ek nei har lân ta.

Gjinien hie ‘goeie’ sein.

Doe’t se lâns de modderige rivierswâl rûnen, seach Free dat alle skylpodden fuortkrûpt wienen. Har kronkeljende spoaren ferdwûnen yn de rivier. Eefkes seach er syn eigen deade lichem op in dei. Doe’t er deroan tocht hoe’t omke John syn lyk, handich en wis, beethâlde soe, en it nei hûs drage soe nei syn mem, moast er in bytsje gûle.

Free ❁ 49

Dy hjerstmis hienen de Coopers en de Ardmans einliks har nocht fan de bazichheid fan de Englekings. Doe’t dominy Donker in berop nei in rikere gemeente oannommen hie yn de Grutte Tsjerke bij Pella, moast de tsjerke fan Bonnie in nije dominy sykje. Foardroegen kandidaten wienen de krekt ôfstudearre teologystudint Melvin Dusseldorf, de earwearde Tiller fan Plato, South Dakota, en in âlde dominy dy’t yn Kanada wenne. Alle trije waarden útnoege om yn de tsjerke fan Bonnie in tsjinst te lieden. De âlde dominy út Kanada sei dat it te fier wie om te kommen, mar de oare twa kamen wol.

Dusseldorf wie in slanke fint mei o sok read hier. Hij wie noch mar twa minuten oan it preekjen of hij skombekke al en stie, fan de iene kant fan de preekstoel nei de oare kant springend, iderien streekrijocht nei de hel te ferwizen. De Coopers en de Ardmans mochten wol oer him. Dat wie no krekt de man om de Englekings te plak te setten.

De Englekings wienen foar de earwearde Tiller. Dy wie sa’n fjirtich, hie brún krollich hier, blauwe eagen, en laitsjende lippen. Hij hie wat echt dominysachtichs oer him. Hij koe glimkje en der tagelyk ûnfersetlik útsjen. God hie him oanrekke. De Englekings respektarren dat yn him.

Nei in protte lûd en lilc hinne-en-wer gepraat, oan ien oere yn de moarn ta, waard der stimd. Elk fan de trijeëntachtich famyljes hie ien stim. De úteinlike útslach, lykas oankundige troch de knokige diaken Abt, wie trijeënfyftich stimmen foar Tiller, tritich foar Dusseldorf. Doe’t âlderling Etten om in unanime stimming frege, sadat Tiller witte soe dat de hele gemeente achter him stie, riisden de Coopers en de Ardmans, oant yn har djipst kwetst, as ien man oerein en de seal út.

Op skoalle splitsten de bern har ek yn twa partijen. De Englekingbern seinen dat de Cooperbern en de Ardmanbern in stel wylde smearlappen wienen, en se neamden har de Katzenjammers, nei in komys stripferhaal.

De bern fan Cooper en Ardman seinen dat de Englekings in grouwe kop hienen en se neamden har de Dikkoppen. De earste namme sloech oan; de oare net.

De bern rabben der oer elkoar op los. De iene wike bewaarden de Katzenjammers dat it ien fan de Englekings west hie dy't de telefoanjuffrou boppe de winkel fan Tilman swier makke hie. De Englekings fjurren werom en seinen, nee hear, it wie feitlik ien fan de winkellju oan de haadstrjitte dy't dat dien hie, in man dêr't beide partijen saken mei dienen. De oare wyks wiisden de Englekings mei de finger fol skande nei de Katzenjammers, omdat har lieder, John Cooper, himsels fallyt ferklearje litten hie, en sadwaande moai ûnder syn skulden útkaam, dy't er fan rjochten betelje moast. John Cooper wie in morele ferskoppeling. De Katzenjammers seinen fan nee, it measte jild dat er skuldich wie, wie er skuldich oan grutte John Engleking, en grutte John hie him yn 'e falle lokke, doe't er him wat jild liend hie tsjin in ûnfoech hege rinte. It wie krekt de famylje fan grutte John dy't morele ferskoppelingen wienen, omdat sij oan woekerrinte dienen, en de Bibel wie dêr poer op tsjin.

Op in dei kamen de bern op skoalle mei ferhalen oer de ferskriklike fjochtpartij tusken Willie Alfredson en Wayne Haber. Willie wie de neef fan Alfred, en hie in kear wat ferkeards dien mei de mem fan Johnny Westing heech yn in golle. Willie hie de pest oan de Englekings en sleat him altyd oan bij de Katzenjammers. Wayne wie in broer fan Hal Haber. Wylst Hal breedút glimkje koe en as fangman like goed wie as Johnny King fan de Cubs, wie Wayne allegeduerigen noartsk, mei de minne oanwenst dat er iderien op 'e dyk ynhelje woe. Hij mocht graach oaren yn in wolk fan moude achter him litte. Wayne hate de Katzenjammers en keas altyd de kant fan de Englekings.

It wie tafallich sa dat de pleatsen fan Willie en Wayne nêstelkoar leinen. Op in dei sprong de bolle fan Willie oer it stek en besprong er ferskeidene fan Wayne syn kij. Wayne stode mei in gripe achter dy bolle oan, sizzend dat er earder nei de hel gong as dat er tastean soe dat dat bastertsie fan Alfredson syn skoander stamboekfee bedjerre soe. Willie hearde Wayne dat sizzen en helle dravend syn eigen gripe, sizzend dat hij ek noch earder nei de hel gong as dat er in stomme kloatsek fan in buorman syn stamboekbolle misledigje litte soe. Der foelen noch mear wurden. De froulju fan de beide mannen haasten har nei bûten om se ta bedarjen te bringen, mar it wie al te let. De twapoatige âlde bearen wienen drok dwaande om te besykjen elkoar yn 't liif te stekken. It slagge Wayne om Willie yn 'e earm te stekken en Willie om Wayne syn gulp iepen te ramen, sadat beide froulju syn ding bongeljen sjen koenen. De beide manlju draaiden de hele tiid al stekkend nei elkoar

om elkoar hinne, flokkend dat se ditkear pas ophâlde soenen as in seker persoan syn termen oer de grûn struid leinen.

Op 't lêst loek de frou fan Willie, dy't mear ferstân hie, al har klean út en helle de kroade, mei de oankundiging dat sij, as dy twa healwizelingen mei elkoar klear wienen, graach har termen yn de kroade skeppe soe en dêrmei, noch altyd poerneaken, de haadstrjitte lâns paradearje soe, helendal nei it stasjon, en dan har termen nei de slachterijen fan Sioux City stjoere soe om dêr bargeguod fan te meitsjen. Want dat wienen se, in pear stompsinnige bearen dy't slachte wurde moasten. De frou fan Wayne, dy't fan natuere al útpûljende eagen hie, waard dêr fuort op 't stuit skilich fan. Fanwege de ferskillende kanten dy't se út seach, hoegde se har net iens om te draaien om dat hele spul net te sjen. Doe't Willie syn neakene frou de kroade tusken har beiden yn treau, lieten de beide mannen har wapen sakje. Willie rûn op 't lêst nei syn frou ta en joech har in feech oer de bleate kûnt, en sei dat se godfergemy har klean opfandelje moast en nei de keuken weromgean om te itensieden. Undertusken joech Wayne syn frou in oplawibus om de earen, wat har de eagen wer rjocht sette, en stjoerde har ek werom nei de keuken. Sa rûn dy fjochterij ôf.

De twa binden krigen dêrnei spul oer de wedstryd tusken Dempsey en Firpo, dy't krekt pleatsfûn hie, op 14 septimber 1923. De Katzenjammers fûnen dat Jack Dempsey net earlik wûn hie, omdat er wer yn de ring holpen wie neidat Firpo, de wylde bolle fan de pampa's, him dêr útraamd hie. De Englekings bewearde dat it net de skuld fan Jack Dempsey wie dat er op ien of oare manier wer yn de ring weromfallen wie. En hoe dan ek, Dempsey hie Firpo dêrfoar al seis kear delhelle, dat hij wie al oan it winnen. Wat bewiisd waard doe't Dempsey Firpo noch trije kear delsloech, de lêste kear foar in KO.

Earst wist Free net hokker kant er kieze moast. Syn heit wie in Alfredson en syn mem in Engleking. De Alfredsonfamylje hold it oer it algemien mei de Katzenjammers; de Englekings fansels mei de Englekings. Mar njonkelytsen keas Free, omdat er in bytsje mear fan syn mem as fan syn heit hold, en ek fan omke John en omke Sherm hold, de kant fan Engleking.

Doe besleat har nije dominy, de earwearde Tiller, op in snein te preekjen oer it ûnderwerp 'in hûs dat ferdeeld is, kin net bestean.'

De tsjerke wie grôtfol foar de moarnstsjinst. Koster Knave moast stuollen bijsette út de konsistoarjekeamer. De âlderein wie der, mar ek de heel jonge lidmaten. Alfred en Ada sieten op har wenstich plak, ûngefear healwei it middenpaad, mei Alfred op it rjochterstik fan de bank, Ada yn de midden, en Free oan de linkerein. Everett siet tusken

Free en syn mem yn, en Albert en Jonathan tusken Ada en Alfred yn. Free wie stadichoan wol sa lang, dat hij, as er mar goed sitten gong en bearde dat er nei it plafond seach, as oertocht er wat de dominy krekt sein hie, ek sa út en troch even weidommelj koe.

Je moasten dêr lykwols o sa hoeden mei wêze, want as Ada him dêrop betrape, dan loek se handich in huoddepriem út har brede blauwe hoed en leunde se stikem foar Everett lâns om je dêrmei in prikke te jaan. De lêste tiid moasten je ekstra foarsichtich wêze, want omdat se wer swier wie, wie se gau nidich.

Om presys ien minút foar healwei tsienen kaam koster Knave, in rûngear âldmantsje, it middenpaad del sjokseljen mei in glês wetter. Dat sette er op de rjochterrâne fan de preekstoel klear foar de dominy.

Om op de kop ôf healwei tsienen kaam de earwearde Tiller út de konsistoarjekeamer wei en rûn er it middenpaad del, folge troch de tolve, seis âlderlingen en seis diakens. De trettjin foarmen in prosesje, oant de dominy ûnder oan it sprekstuolte him omdraaide en bij de swarte learen preekstoel opklom, wylst de tsjerkerie de oare kant út op twa banken delstrik, de seis âlderlingen foaroan en de seis diakens op de twadde bank. Sij hienen mar gelok. Se koenen op in dik lang swart kjessen sitte.

De organist spile in prelude. Doe gong de earwearde Tiller oerein en heve de hannen en segene de gemeente, iderien, yn Jezus' namme. It wie nuver plechtich yn tsjerke ûnder it lêzen fan de Skrift, Iepenbieringen 22, en ek bij de kollekte en ûnder it lange gebed. Sels it psalmsjongen wie stimmich.

Tiller begûn gewoanlik syn preken rêstich, as brocht er allinne mar de tiid troch mei in pear âlde freonen. Hij bespreek de foarnaamste geloofsartikels fan de Lytse Tsjerke en wiisde derop dat de Lytse Tsjerke net allinne mar sa neamd waard omdat dy in legere toer hie, en de Grutte Tsjerke net allinne omdat dy in gruttere toer hie, mar dat de Lytse Tsjerke sa neamd waard omdat dy yn de bysûndere genede leaude, wylst de Grutte Tsjerke yn de gewoane genede leaude. Der wienen gewoan minder minsken dy't yn de bysûndere genede leauden en dat wie de reden dat sij de lytsere tsjerke wienen.

Hij sei dat suver alle kristenen it iens wienen oer de foarnaamste geloofsartikels. Mar as men neitocht oer de subtile puntsjes begûn it probleem. Hij sei dat de Heare jo net nei de hel stjoere soe omdat jo it net altyd mei de buorman iens wienen oer de subtile puntsjes. Mar wat der echt ta die, wienen trije dingen: 1. dat de kristen tajoech dat er in sûndaar wie, 2. dat de kristen rêden wurde moast, en 3. dat Jezus Kristus it iene en iennige ynstrumint wie foar de rêding fan sa'n sûndaar. Dat, as der spul wie tusken de lidmaten oer sekere subtile punten, dan moast

men dat net as in stroffelblok besjen. Dat soe yn elk gefal seker net wat wêze moatte om de tsjerke dwerstroch te spjalten.

Dominy Tiller naam in swolchje wetter. Syn gouden ring skittere doe't er it glêd optilde, en nochris bij it delsetten. De gemeente wachte. No kaam it. Gjiniën sliepte. De earwearde Tiller postuerde him oan de linkerkant fan de preekstoel en lei de hân op de iepen Bibel.

'Mar dizze tsjerke is midstwa spjalten. Dat kin net ûntkend wurde. Men hoecht allinne mar te sjen wêr't snein op snein sekere famyljes sitte om dat te beseffen. Jimme, de famylje Ardman, en jimme, de Coopers en jim maten sitte dêr rjochts fan mij; jimme, de Englekings en jim maten sitte dêr links fan mij. Sels op de fjouwer achterste rigen, dêr't ús beminde doerakken sitte, dêr't se tinke dat se bij in lang gebed har ferskûlje kinne mei de foarholle op 'e bank foar har en wat slûgje kinne, sels dêr op dy fjouwer rigen sjoch ik ús jonges yn twa aparte groepen sitten, de Katzenjammerbinde oan myn rjochterkant en de Englekingsbinde oan myn linkerkant.'

Hij naam noch in swolchje. In pear âlde minsken yn tsjerke koenen it net litte om achterom te sjen om út te finen hoe't de jongelju dat opnamen. Sels Alfred hie oanstriid om om te sjen, mar Ada skodholle fyntsjes nei him dat er dat net dwaan moast.

'We witte allegear dat der mear te rêden is as wat spul oer in subtyl puntsje, lykas bijgelyks oft der nei de einichste dei al of net in tûzenjierrich ryk komme sil, ûnder bestjoer fan Jezus. Sa'n kwestje soe allinne mar in ekskús wêze foar wat grutters. Sa'n skeel soe bespotlik en triviale wêze. En as it deroer giet oft de Englekings in heech krop opsette fanwege in ûndersteld edel komôf yn it âlde lân, of dat de Englekings al of net altyd foaroan yn tsjerke steane om te bekenen dat se it sânde gebod oertrêde hawwe, ûntucht, of as it giet om de fraach oft de Englekings op sneintemoarn graach op bêd lizze ... getsier oer sokke saken is folslein nearzich en bespotlik as jim betinke wat it werklike doel fan ús tsjerke op ierde is.'

Dat dominy guon fan dy kwestjes lûdop neamde kaam as in skok.

'Of likegoed, oft no de Coopers har rjochtmjittige skulden ûntdûke troch harsels fallyt ferklearje te litten, of dat de famylje Ardman no al of net fan minsken ôfstamje fan sljocht komôf yn it âlde lân, ard-lju of ierde-lju, of dat no al of net de âlde Peter Hooks út de tsjerke goaid wurde moatten hie omdat er yn de lêste wrâldoarloch syn soan John ferskûle hie foar de tsjinstplichtkommisje ... it is folslein bespotlik om te tsieren oer sokke dingen.' De earwearde Tiller huft mei it platte fan syn rjochterhân op de iepen Bibel, dat it klonk as in gewearskot. 'It is allegear bekrompen praat fan jim. Nearzich.'

Yn de bank foar Alfred en Ada siet in oar grut gesin, de Doake

Dykemans. Jessie, de âldste, siet bij Free yn 'e klasse. Har bern wienen allegear blond en kreas. Ada sei faak dat de Dykemans de moaiste bern yn tsjerke hienen. De Dykemans holden it mei de Coopers en de Ardmans en sieten trochstrings oan har kant fan de tsjerke. Mar se hienen let west en sadwaande wienen se telâne kommen yn de bank foar Alfred en Ada. Doe't se achterelkoar nei binnen rigele wienen en har plak ynnommen hienen, hie noch de heit, in man mei in ûlegesicht en in koart prúkje hier, noch de mem, in swijsume frou mei it hier stiif yn in sipeltsje yn 'e nekke, Alfred en Ada oansjen en glimkjend nei har knikke wollen, sa't wenst wie yn tsjerke.

De hele tiid dat Ada de preek tige krekt folge hie, wie har omtinken no en dan lutsen troch it aardige gedrach fan de lytse baby fan Dykeman. Dy wie hieltyd op de skoat fan syn mem stean gien om oer har skouder nei Ada te sjen. Dy hie him in pear kear taglimke, mar hij hie allinne mar weromstoarre, mei grutte blauwe útdrukkingsloaze eagen. Al gau fernaam syn mem wat der te rêden wie en sette him fûl wer op har skoat del. Dat gebeurde ferskeidene kearen. Twa kear draaide de mem sels syn holtsje skerp mei de hân om yn de rjochting fan de dominy. Mar nei in skoftke waard de mem wer grepen troch de geweldige preek fan de dominy, en wrotte de lytse strobbe himsels mei in slûchslim berneglimke njonkelytsen wer nei it skouder fan syn mem omheech. Bij it sjen fan dat alles moast Ada it berntsje wol talaitsje. Mar hoe waarm en freonlik se him ek taglimke, hij woe gewoan net nei har weromglimkje.

Op 't lêst hold Ada even op mei nei de preek te harkjen, en stiek se mei in noch waarmere en freonlike laits de hân út nei it berntsje en kniep him leafdefol yn syn hantsje. Hij hie in rjochtopsteand tûfke hier op 'e holle en Ada streake doe sachtkes dy side-achtige gouden lok teplak. Ada koe it noait litte om libbene wêzens oan te reitsjen en te bepopkjen. It bern seach nei Ada har streakjende hân, doe wer nei har eagen. Syn eagen beloeken stadichoan. En doe skuorde er samar de mûle wiid iepen en begûn te balten. De mem skrilte út de preek wei en sette him wer mei in plof op 'e skoat. Doe't er net fuortdaalk stil wie, die se it jak iepen en tilde der in hingjend wyt boarst út, sa grut as in klobbe farske daai en joech him it boarst.

Ada ferloek de mûle lightsjes yn selsferwyrt dat sij it west hie dy't dy opskuor feroarsake hie. Wylst de mem it berntsje kalmearre, wie de dominy even stil foar noch in swolchje wetter. Hij sette neitinkend it glês wer del. Doe stapte er nei de rjochterkant fan de preekstoel en seach ûnder him elk gesicht even apart oan, as wie er fan doel om iderien yn tsjerke yn de eagen te sjen.

'No bin ik hjir hjoed net om it plak fan God yn te nimmen en om

jim mei ivichduorjend hellefjoer te bedriigjen. Sa't jim allegear tink al fernommen hawwe, bin ik der net sa foar om ferdommenis te preekjen. It is feitlik sa, dat ik leaver de leafde preekje. Dat ik sil net sizze dat de Katzenjammers nei de himel geane en de Englekings nei de hel. Of oarsom. It idee dat der yn dizze tsjerke elkoar bestridende binden binne, is God in ôfgriis. Stel ris dat jimme, earne sielen, allegear yn 'e himel telâne komme, op hokker gelokkige manier dan ek? Tinke jim dat God tastean sil dat jim yn 'e himel elkoar bestridende binden hawwe? En fjochterij dêrtusken?

Ynienen heve er de hannen boppe de holle, sa heech dat de helte fan syn ûnderearms te sjen wie. Syn eagen bloeiden blau op. 'Doe liet er mij in rivier mei libben wetter sjen, sa klear as kristal, dy kaam út 'e troane fan God en fan it Laam. Midden op 'e strjitte en oan wjerskanten fan 'e rivier stienen libbensbeammen dy't tolve kear fruchten drage, ienris yn 'e moanne jouwe se frucht' - dominy Tiller die de earms wiid útelkoar om se allegear te omearmkjen - 'en de blêden fan dy beammen meitsje de folken better.' Hij makke wer in grutte omearmkjende beweging. 'Meitsje de folken better.'

Dominy Tiller wiisde earst mei ien finger nei de Katzenjammerkant fan de tsjerke, en dêrnei mei ien finger nei de Englekingside fan de tsjerke.

'Dy beammen meitsje de tsierende groepen yn dizze tsjerke better!'

It like dat er in heel skoft swijde. Doe, mei in earmswaai, wiisde er mei ien finger nei de fierte, nei it iene kleurde rût heech achter yn de tsjerke.

'Nacht sil it dêr ek net mear wurde, en se sille gjin ferlet mear fan lampeljocht of sinneljocht hawwe, want God de Hear sil harren beskine, en se sille as keningen hearskje yn alle ivichheid. En ik, Johannes, haw dy dingen heard en sjoen.'

De earwearde Tiller die de earms wer wiid iepen, om de hele tsjerke oan syn boarst te prangjen, sadat de Katzenjammers en de Englekings op 't lêst fol fan leafde elkoar net mear bestride soenen.

'Ja, ik kom mei gauwens. Gelokkich binne sij dy't nei mij harkje, want dy krije it rjocht op 'e libbensbeam en om troch de poarten ta de stêd yngean te meien. Dêrbûten bliuwe de hûnen, de tsjoenders, de huorrejagers, de moardners, de ôfgodstsjinners en elk dy't nocht oan ligen hat. Ik bin de woartel en de skitterjende Moarnsstjerre. Ik bin wiswier kommen: Amen.'

Dominy Tiller syn blauwe eagen strielen noch blauwer.

'O kom, Heare Jezus, kom. Mei de genede fan ús Heare Jezus wêze mei jim allegearre. Amen.'

It wie de achtentweintichste febrewaris 1924. De hele dei al hie Ada hope dat der foar middernacht wat gebeure soe. De oare dei wie in skrikkeldei. Gjinien bern woe om de fjouwer jier syn jierdei fiere. Se seach hieltyd op 'e klok en suchte. 'O heden, dat bern liket in eigen sin te hawwen.' Dan suchte se wer en sei se: 'No ja, myn hart docht yn elk gefal ditkear net raar. Dêr bin ik God tankber foar.'

It wie noch tsjuster doe't Free wekker waard. Hij gong op de earmtakken lizzen. Der wie ûnder in frou dy't mei syn mem prate. Dy makke soere opmerkings. Dêrtroch moast syn mem ek wat soer laitsje.

Dat moast Ada Simmons wêze, mem har nicht. Ada Engleking Simmons wie der noait oerhinne kommen dat har man Barry har in kear ferlitten hie. Dat hie kwea bloed setten tusken harren, en al hienen in dominy en grutte John Engleking har wer sawat oanelkoar keppele, dat hie har aard gjin goed dien. Wêrom't syn mem de muoite die om mei har om te gean wie in ding dat Free him noait begripe koe. Dat syn heit en Barry goed opsjitte koenen, wie in oar ferhaal. Barry wie in smoute prater. Hij koe sterke stikken fertelle dêr't je wol om laitsje moasten. De stim fan Ada Simmons klonk ynienen lûd en helder omheech troch it skoarstienroaster. 'Dat, do bist fan Alfred begûn te hâlden?'

'Ja,' sei syn mem.

'En do bist Alvin Ravenhorse folslein fergetten?'

'Ik tink noait mear oan him.'

'No liichste, Ada. Ik wit noch goed hoest oer him tochtst destiids.'

Ada sei neat. Free syn eagen skitteren yn it tsjuster. Liet syn mem har in leugener neame troch Ada Simmons? En wa wie dy Alvin Ravenhorse? Hie syn mem oait mei in oar ferkearing hân as mei syn heit? Hee. Miskien wie syn heit dan net syn echte heit. Miskien wie dat dy Alvin Ravenhorse. It wie as wie in stik breidzjen ynienen heel fluch úthelle yn syn liif. Hij fiede in grutte leechte yn syn búk.

Al dy jierren hienen syn heit en mem him foar de gek holden troch him tinke te litten dat Alfred syn heit wie. De glûperts. Se hienen him sels gjin idee dêrfan jûn. Tink ris yn ... elke dei wienen syn heit en mem moarns fan bêd ôf kommen, wittend dat har âldste soan Free net de soan fan Alfred wie. Hoe ferskriklik moast dat al dy jierren foar har west hawwe om foar him te bearen dat er dat wol wie. Se hienen skynhillich west doe't se nei tsjerke gongen, nei stêd ta gongen, te besytsjen gongen. Oeral. Free gûlde suver syn mem har namme út. Unwillekeurich gong er fan bêd ôf en stie dêr stil yn it tsjuster. Mem. Heit.

It wie kâld yn de sliepkeamer boppe. Troch syn wollen winterûnderklean begûn syn einepikefel te jokjen. Free hearde ien yn de keuken rinnen. De stap fan in man.

Heit. Heit paste op 'e kachel, en hold it wetter waarm foar mem en sette ek kofje. Dy goeie âlde heit, dy't yn 'e keuken de wacht hold, mei syn sterke eagen, syn grutte langliddige kracht. Alles soe wol goed komme as hij dêrûnder wie. Heit wie in grut man, sels as er net de heit fan syn âldste soan wie. 'Heit en ik kinne teminsten freonen wêze,' flûstere er tsjin himsels. Ek al soe er der wol wat oan wenne moatte dat hij, Alfred Alfredson VII, net echt de soan wie fan Alfred VI en Ada, mar fan Alvin en Ada.

Huverjend kroep Free wer op bêd. Hij loek it dekbêd oan 'e hals ta omheech. Albert lei djip yn 'e sliep nêst him. Hij draaide him mei in skok ferskillende kearen om, as droomde er fan hurddraven. Hij hie in waarm lichem, krekt as hienen je in kacheltsje op bêd.

Opnij praten syn mem en Ada Simmons yn mem har sliepkeamer lûd genôch om it hearre te kinnen. Ada Simmons hie in lekskoaiende manier fan praten. 'Ik nim oan datst noch altyd stomme graach in famke ha wolst neffens dyn eigen byld?'

'As God it wol.'

'Kristus, wêrom eigenlik? It libben fan in frou op dizze ierde is gewoan in hel. Jo hawwe al dy gatten dêr't se yn pjukke. Jo búk is net fan josels, want jo hear en master hat it dêr foar it sizzen. In frou kin net iens even lekker skite en dan it gefoel hawwe dat se dêr rjocht op hat. Ek al moatte jo termen noadich. Nee, it is gjin stoeur wurdich om as famke geboaren te wurden. Ik hie leaver noait geboaren west. Dat ús mem stoarn wie foardat ik oanset waard.'

Ada sei ferbjustere: 'Mar it wie de wil fan de Heare datst geboaren waardst.'

'It lot fan de frou is kut.'

Ynienen klonk dêr Alfred syn stim. Dy wie har sûnder dat se it fernommen hienen oer 't mad kommen. 'Hee, hee,' grommele er, 'sok praat wol ik net yn myn hûs hearre.' Hij ferfolge mei: 'Ada Simmons, we binne bliid datst komme koest om ús te helpen fansels. Mar nim net jim soere molke fan de Englekings mei, of oars, wik ik dij, smyt ik dij it hûs út.'

De froulju seinen neat.

'Ik bin hjir om te freegjen hoe't alles hjir is. Noch gjin teken?'

'Nee Alfred, net echt,' sei Ada, in bytsje benaud.

'No, ik ha al twa kear de dokter belle, mar hij is noch altyd ergens oars.'

'Tankewol, Alfred.' Hij stampde nei de keuken werom.

Free hie de siken even ynholden wylst syn heit oan it praten wie. Dy goeie âlde heit. Hij wie nergens bang foar. Free dommele wer yn.

Hij hie in betiisde droom. Dy droom wie ûnbegryplik. Hij gong oer skylpodden dy't oan de iene kant in rivier ynkroepen wylst oan de oare kant in dea famke yn in wite deadsjurk út de river kroep. Der wienen twa heiten yn dy droom, ien oan elke kant fan de rivier. Se hienen beide in gripe mei fjouwer tinen. Dy oan dizze kant pjukte de skylpodden yn har achterst om se de rivier yn te jeien, en dy oan de oare kant makke meneuvels as woe er syn tinen yn it famke stekke om se heger op de wâl te smiten. De skylpodden slagge it allegear om oan har kant de rivier yn te gean, mar it famke hie it dreech om oan har kant derút te kommen. Dat doe't Alfred, syn heit, oan de oare kant syn gripetinen yn har stiek, jammere se lûd 'aul'. Free skrilte wekker.

'Oooo!' skreaude de stim wer. 'Ooo!'

Dat wie net it famke yn de droom. Dat wie mem, ûnder. 'Oooo.'

Free fiede hoe't syn pimel yninoar kromp. 'Oooo!'

'Noch ien kear,' sei Ada Simmons. Foar dy iene kear klonk se freonlik. Ada spande har noch ien kear mei in djippe sucht yn: 'Aaaaa!'. Under har kreaake it bêd.

'Aaaa. Dêr is it einliks.'

'Moai sa,' sei Ada Simmons. 'Do hast it mar knap dien sûnder in dokter. Gjûn komplikaasjes.' Se rôp nei de keuken: 'Alfred, bring even it hjitte wetter en de karbol.'

'Komt deroan.'

Ada lei swier te hymjen. Alfred kaam der hastich ynstampen mei it spul. 'Wat is it?'

'In jonkje. In pracht fan in jonkje.' Ada Simmons joech it wiete bernelyfke in klapke. It berntsje waard lik en begûn te balten: 'Aaaa!'

'Godskes,' sei Alfred. 'Wat in libben baaske.'

'Is it dan gjûn famke?' frege Ada.

'Nee, Ada,' sei Alfred. 'In jonkje.'

'Och,' sei se, 'och.'

'En it is in knaap.'

'Jo wil,' flústere Ada. 'Net myn wil, mar Jo wil. Lit de namme fan de Heare segene wêze, mar ik bin sa teloarsteld.'

Free en syn heit sieten te melken. It lantearneljocht skynde read op de Shorthornkij. It wie smûk yn it bûthús. Bûtendoar frear it mear as 20 graden. De baby wie in wike âld.

'Hee, wier ek,' sei syn heit achter syn ko wei. 'Ik ha noch fergetten it dij te sizzen, mar ik ha in baantsje foar dij.'

Free kreunde yn himsels. Hij fûn dat er al genôch baantsjes hie.

‘Hast mij wol heard?’

‘Ja, heit.’

‘Dominy Tiller wol datst op snein pûstertrapest foar it oargel. Hij hat sjoen dat wij op snein noait misse en hij tocht dat er op ús oankoe om der altyd op ’e tiid te wêzen.’

Free gong wat fersitten op syn tuolle. De rook fan farske kowestront stiigde swiet út de groppe op bij syn linkerfoet.

‘Se betelje fyftich sint de snein,’ grommele Free tsjin himsels.

‘Wolst net twa dollar yn de moanne fertsjinje foar dyn famylje? Dy kinne we echt goed brûke, jonge. En gean troch mei melken dêr. Do soest njonkelytsen witte moatte dat de ko opdroegje kin ast ophâldst mei melken.’

Free begûn wer te knipen.

‘Dat sil meihelpe om de klean te beteljen foar dyn nij broerke Abbott.’

Free tocht: ‘Wêrom moat ik meihelpe om klean foar him te keapjen? Hij is mar foar de helt myn broer. Teminsten, as Alvin Ravenhorse myn echte heit is.’

‘Free?’

‘No, ik tink dat ik wol moatte sil.’

‘Fynst it dan net in moai idee datst elke snein fyftich sint fertsjinnest?’

‘Ik ha gjin sin om foar de hele tsjerke nei foaren ta te rinnen.’

‘En ik tocht noch wol datst dat in eare fine soest.’

‘Ik draaf leaver in homerun foar ús tsjerke.’

‘Ha. Tsjin wa dan? De bargaen yn ús lân? Wês net sa’n dromer. Dêr bedarrest nergens mei. Behalve yn de problemen.’

‘We bedarje op dizze manier ek net fluch ergens.’

‘Jonkje, jonkje,’ sei Alfred, syn ko útmelkend en stean geand en de tuolle yn it strie smitend. Hij lege de melkamer yn de hege molkbus. ‘Do joust mij no suver in wize mûle, besefst dat wol?’

Free molk syn ko ek út. Hij gong oerein en lege de amer ek yn de molkbus. Alfred griep him bij de foarkant fan syn jas fan skieppefel. ‘Harkje even goed. Ik sil dij ris wat sizze. Ik ha al tsjin dominy sein datst it oannimst. We ha ferlet fan dat jild. Want ik sil dij sizze, jonge, ik ha amper jild genôch oer om noch bij de achternamme neamd te wurden.’

De jas fan skieppefel loek strak om Free syn skouders. Hij seach syn heit yn ’e eagen. ‘As heit dat seit.’

Alfred liet him los. Free gong nêst de folgjende ko sitten. Ien fan de oeren hie in koarstke smoargens op it ein en hij moast dat der foarsichtich ôfplúzje. Kij wienen gevoelig bij wat men mei har oeren die, as har jaren stiif fan de molke stienen. En as men de oeren net goed

skjinmakke, dan krige men ek noch smoarge strepen op de fingers. As syn mem dy strepen seach, dan wie se altyd op ien ein dat har famylje smoarge molke drinke moast. Soms kôke se de molke as de maityd o sa modderich wie. Free sels fûn kôke molke it lekkerst.

De earste sneins dat er pûstertrape gong alles poerbêst. Hij die dat net te fluch of te stadich. De organist hie altyd presys genôch luchtdruk om te spyljen. Syn mem joech him in komplimintsje oer hoe netsjes hij de trije trepkjes nei de oargeldoar op- en ôfrûn. Se wie o sa grutsk dat har âldste soan no grut genôch wurden wie om deel te nimmen oan de tsjerketsjinst.

Mar de twadde sneins gong it oars.

Dominy wie dwaande mei in lang gebed en makke in list fan alles wat mis wie mei de wrâld en dat God rjochtsette moast. Foaroan sittend dêr't elk him sjen koe, hie er der o sa'n muoite mei om wekker te bliuwen, en dat slagge him allinne troch him in honkbalwedstryd foar te stellen, hoe't er in trijehonkslach makke, helendal allinne - de alderearste kear yn de skiednis fan honkbal dat in pitcher dat die. Hij fernaam dat de organist, Joyce Engleking, syn mem har nicht, ek mar mei muoite wekker bliuwe koe. Se ridele op it bankje foar him mar hinne en wer en fan foar nei achteren, as hie se in krobbe yn 'e broek.

Syn eagen wat iepenjend om te sjen wat Joyce útheefde, waard Free kjel doe't er foarbij har syn swimmersmaat Gertie Young tsjinoer him sitten seach. Se siet mei har âlders yn it middelste stik mei de kromme banken. Hij seach har daalk wer neaken yn har swimgat yn de rivier. Nêst har siet Jake. Hee. Miskien hie har famylje yn 'e gaten krigen wat Jake sneintemoarns mei Gertie útheefde. Gertie moat field hawwe dat der ien nei har siet te sjen, want har brune eagen tearden stadich iepen en se seach him lyk oan. Se stoarren elkoar in pear tellen oan, foardat har gesicht iepenbloeide yn in rêstich glimke. Doe seach se nei wat op har skoat.

Free tocht bij himsels: 'Miskien kin ik har op in dei takom simmer, as se har heit iten brocht hat oan de westkant fan de rivier, treffe as se oer de brêge nei hûs ta rint. Dan ferskûlje ik mij yn de rûchte oant se yn 't sicht komt, en dan rop ik har ta: "Sille we even te swimmen?" en dan seit sij: "Ja, goed," en dan slûpe we lâns de rivierswâl oant we bij it swimplak komme ûnder oan it klaaiklif, en dan klaaie we ús yn it gers út, sa'n bytsje heal fanelkoar ôfdraaid, en dan litte we ús yn 't wetter glide. Nei in skoftke prebearje we dan elkoar ûnder te triuwen en dan pak ik har tafallich dêr beet, en dan sil se wat yn harsels laitsje en nei ûnderen sjen dêr't myn hân har oanrekke, en dan klimme we bij de wâl op en geane we op it sachte gers lizzen -'

Organist Joyce gong wer mei in skok fersitten. Har bank kreake sa lûd dat de earwearde Tiller even stûke. Free die gau de eagen ticht, foar it gefal ien opsjen soe fan it lange gebed en him derop betrape dat er nei Gertie siet te sjen.

De dominy bidde troch: ‘O Heare, we beseffe dat guon fan ús de frou fan har buorman begoare, dat guon fan ús sûndich binne oan ûntucht yn de geast as it net yn de died is. Dochs, o Heare, nettsjinsteande al ús ôffallichheid, sjoch ús yn genede oan.’

Free fernaam in waarme bulte yn syn pofbroek. Dy kliemske simmergedachten oan Gertie hienen syn lytse man ophitst. Hij meneuvele wat mei syn hannen om him del te triuwen. Hij wie sa hurd, dat it sear die. It wie krekt in bonke.

Dominy breide in ein oan syn lang gebed. ‘Wij bidde dat Jo him helpe dy’t hjoed Jo wurd preekje sil. Mei wat hij sizze sil wierlik neffens Jo begoaren wêze. Mei dat ferheffend wêze. Yn Jezus’ namme freegje wij dat. Amen.’

Stilte en in pear suchten. Tiller iepene in psalmboek. ‘Lit ús no psalm ien sjonge, de fersen ien en trije.’ Organist Joyce gong oerein, en glied stilwei har bank út nei de poadiumtrepkes. It toetseboerd fan it oargel wie lyk achter dominy as er net preke.

Free rôp hast lûdop nei Joyce om te wachtsjen. Hij koe net bij dy trepkes op gean as dy grutte klute yn syn rûtsjese brune pofbroek te sjen wie. De minsken soenen him wiken lang útlaitsje. Hij makke in beweging om stean te gean; doe, wittend dat er dat net koe, siigde er gau wer del. Hij seach der even skeel fan. Hij tocht: ‘Wat moat ik yn godsnamme no dwaan?’ Hij tocht: ‘Wat it ek is, ik kin it better fluch dwaan.’

Dominy Tiller begûn de psalm lûdop foar te lêzen. ‘Hoe gelokkich is de man dy’t op ’e rie fan’e ferkearden net yngiet, op ’e wei fan’e sûnders net stean bliuwt, yn ’e gearsit fan spotters gjin sit nimt.’

Krekt op ’e tiid betocht er dat syn heit him dy moarns in nije riem kado jûn hie. Dy hie in moaie brune kleur, presys passend bij syn brune pofbroek, en de gasp wie earsteklas, mei lear der oerhinne. Hij loek earst syn broek in eintsje nei ûnderen oer syn heupen hinne. Doe prakkesearre er, troch it weefsel fan syn pofbroek hinne, syn hurde ding út de linkerbokse wei, en omheech, en ferankere him ûnder syn riem. Hij wie krekt lang genôch. Doe gong er sabeare nonsjalant stean, der goed foar soargjend dat syn heupen wat nei foaren stieken, en tagelyk prebearjend om syn manier fan rinnen net al te ûnhandich lykje te litten, en rûn nei de poadiumtrepkes en derbij op, en draaide, it smelle doarke nei rjochts iepentriuwend, de rûchhouten binnenkant fan it grutte oargel yn. Feilich! Hij hie it helle.

Hij seach yn it binnenst fan it oargel wat bewegen, in lange hefboom dy't hieltyd op en del gong. It duorre even foar't er begriep dat organist Joyce besocht om te spyljen. Der wie gjin lucht, dat der koe gjin lûd komme. Fluch sette er de foet op it lange houten pedaal en begûn it op en del te traapjen. Sa'n fiif, seis trappen en de pûster kaam fol genôch te sitten. In pûstertraper moast foarsichtich wêze him net te fol te pompen, of it oargel soe út himsels begjinne te piipjen. De organist besocht it opnij en doe kabbele de muzyk út de lange sigarebuizen. De prelude begûn prachtich de hele tsjerke te fullen.

Doe't er nei ûnderen seach, wie de klute yn syn pofbroek fuort. Sa gau wie dy al ynkrompen.

De tsjerke wie al út. De minsken stienen hjir en dêr ôfskie te nimmen en oer de goede preek te praten dy't se heard hienen. Free en syn broers wienen al yn har Buick klommen, mar har heit stie noch yn de doar fan de hynsteskuorre mei Barry Simmons te praten, en har mem stie noch op de treppens fan de súdlike tsjerkedoar mei Ytta Hardman te praten.

Free wie hastich om nei hûs ta. Der wachte in moai boek op him. De Speedwell Boys and Their New Racer. Dat hie er krekt fan Sherm krigen. Free seach hieltyd nei dêr't syn mem stie te praten, wittend dat sa gau't dy op 'e auto takaam, syn heit ek komme soe.

Free siet yn de auto te winskjen dat dominy Tiller syn sin krigen hie om de hynsteskuorre fuorthelje te litten. Dominy sei dat it dreech wie om te preekjen oer it paradys yn it hjirneimels, as it in gleone simmerdei wie mei wyn út it suden. Watfoar sin hie dy skuorre no, no't suver elkenien mei de auto nei tsjerke kaam yn pleats fan de âlde hynder-en-buggy? De froulju yn de gemeente wienen it folslein mei dominy iens. Mar dy hienen gjin stimrjocht. Allinne manlju mochten stimme, en dy woenen graach de skuorre hâlde dêr't er stie. Mar as dominy it wûn hie, soe syn heit miskien syn mem al roppen hawwe en nei hûs gongen wêze.

Ytta Hardman makke har ergens drok oer. Se swaaide mei har frije hân, wylst se mei de oare har grutte swarte bûnthoed fêsthield. Ada stie te glimkjen. Ytta Hardman droech ek in lange swarte bûntjas dy't oan har oerskuon mei trije gaspen takaam. Ada droech in lange donkergrize raglan. Der kaam ynienen in noch fûlere wynpûst oansetten. Ada moast op de treppens foaroerbûge om stean te bliuwen. Ytta Hardman hie krekt de hân fan 'e holle lutsen om mei beide hannen har wurden te ûnderstreepjen. De wynpûst kaam krekt ûnder har hoed en tilde dy sa netsjes op as in winkelman dat dien hawwe soe en saaide dy mei faasje de loft yn. Doe't Ytta Hardman de hân wer op de holle sloech, kaam dy telâne op bleate rôze hûd.

Ada stoarre, mei iepen mûle, nei de folslein keale frou foar har. Free, yn 'e auto, stoarre ek. Hij wist net dat de mem fan Herm Hardman keal wie en in prúk droech. Se hie sa't skynt de hoed op har prúk fêstspjelde, sa't oare froulju de hoed op har echte hier dienen. De oaren koenen it ek net leauwe en stienen dat spul oan te gapjen. It wie mij ek in gesicht. Poerneaken oan de nekke ta, wie Ytta Hardman dêrûnder helendal yn bûnt klaaid. Se like op in kondor. It grappichste wie dat se mar ien kear nei de hoed griep, doe't dy fuortsaaide, en dat se, doe't se fernaam dat dat gjin doel hie, trochgong mei beide hannen te swaaien. Har hoed wie op de kant op de beferzen grûn delkommen, stuitere ien kear en begûn doe op it tsjerkepleintsje te rôljen en om te giseljen en achten te draaien.

Har man Jelte, dy't mei Lemuel Willems drok oer bargaen stie te praten, stie mei de rêch nei syn frou ta. Jelte hie noait beard dat er net keal wie. Jelte en Ytta sieten meastal yn it súdstik, dêr't elk syn rôze plasse klear sjen koe, en dêr't sels gjin wynbrauwen op te finen wienen, en sij siet mei har prachtige opstutsen tsjok bosk readbrûn hier nêst him.

De earste acht fan de hoed fan syn frou wie klear te sjen fan dêr't Jelte op de fingers it oantal bichjes stie te tellen dy't er dy wyks fan syn sûch fongen hie. Hij hold op mei tellen, mei de wiisfinger fan syn rjochterhân op de lange finger fan syn linkerhân, en stie te stoarjen. Iderien dy't him op dat stuit seach, koe fernimme dat syn brein wat tiid noadich hie om te ferwurkjen wat er dêr seach. Hij seach it wol, mar syn brein woe it net leauwe. Lang om let leauwe syn brein it lykwols wol. Hij flokte; doe sprong er achter de hoed oan. Hij jage derop as siet er achter in lestich beest oan, in pyk dy't alle kanten útsjitte koe.

De grutte bûnthoed draaide mar rûntsjes en achten troch de omstanners hinne. Hij rôle yn in bôge nei de skuorre ta en dan der wer wei. Twa kear helle Jelte him hast yn, mar doe rôle er ûnder in auto. De tredde kear krige er de fingers der tsjinoan. Mar doe, hast fongen, die de hoed wat snoads. Hij liet de readbrune prúk fleane. Jelte moast fansels o sa beskamme stopje en dy prúk fan syn frou opkrije. It wie no sa dat elkenien al wist fan dy prúk, mar hij koe him dêr net samar lizze litte. Hij troppe him yn 'e bûse fan syn oerjas, en sette doe wer achter de hoed oan. De fjirde kear kaam er der echt tichtbij. Op dat stuit kaam de wyn tuskenbeide. Dy skuorde Jelte de hoed fan 'e holle en saaide dy ek oer de grûn.

Jelte stie even stil. Hij moast neitinke oer wat earst te fangen. Ien tel stie er op syn teannen te weevjen, en úteinlik besleat er hokker: de hoed fan syn frou. Dat wie it fatsoenlikst. Wat in gesicht. In folslein keale man dy't op in tsjerkepleintsje twa snoade huodden neisiet, wylst syn like keale frou op de tsjerketreden der mei Ada op los stie te kletsen.

Guon lju moasten laitsje. Oaren draaiden har om, om har laitsjen te ferbergjen.

Lang om let krige Jelte de hoed fan syn frou te pakken. Hij hold stil en helle de prúk fan syn frou út 'e bûse en stoppe dy foarsichtich yn 'e hoed, as beklaaide er in nêst mei strie. Doe stapte er swijend mei in donkerread oanrûn gesicht op har ta en oerhandige him oan syn frou. Ytta Hardman, noch altyd yn djip petear mei Ada, wie even stil. Se stoarre even nei de prúk en de hoed, griep doe mei in nuvere ûnwillekeurige huvering beide beet, klapte se beide op har keale plasse, en gong al meneuveljend tsjin Ada fierder mei har ferhaal, amper even fan 't sjapiter. Jelte, mei in ferlutsen gesicht as wie it in buske wjirmen, makke in bûging en gong achter syn eigen hoed oan.

Nei in stevige sprint fong er syn hoed krekt doe't de wyn him op de iepen skuorredoar ôf stjoerde. Hij raamde him op 'e holle en gong de skuorre yn om op de hynstestâl syn dingen te dwaan.

De lêste pear moannen fan de achtste klasse gongen yn in smook en in sucht foarbij. Der wie in honkbalwedstryd fan de kristlike skoalle mei de ploech fan de middelbere skoalle, yn it middeisskoft. Yn mar twa innings waarden de kristliken fan it fjild raamd troch dy grutte keardels Gene Bunch en Spud Hodges, 10 tsjin 1. Free hie dy moarns slim pine yn 't liif hân, mei kramp, soms sa slim dat er yn 'e klasse syn les net opsizze koe, en hij smiet dy middeis mar minnichjes. Hij hie ôfsizze kinnen, mar hie in hekel oan ûntskuldigingen.

Der hie eigenlik mar ien ding west om jûchhei oer te roppen. Dat kaam doe't dy grutte jonges út 'e stêd Free mei syn skelnamme Frycake begûnen te pesten. Dat hie him woest makke. De folgjende kear dat Free de slachman wie, hie er út alle macht nei ien fan Gene Bunch syn slantballen slein en dy heech oer de húskes mept, helendal oan de dyk ta en yn de dykssleat foar in homerun, har iennige.

Letter, doe't haadmaster Ardman de belle let hie, en neidat se allegear nei har bank rûn wienen, en dêr't Free ynelkoar krompen wie fanwege syn seare mage, hie Ardman it net litte kind om in opmerking te meitsjen oer in jonge dy't sa't elk sjen koe te siik wie om yn de klasse syn les op te sizzen, mar net te siik wie om honkbal te spyljen. Mar dat koe Free neat skele. Hij hie dy kloatsekken út 'e stêd in leske leard.

Dan wie der de deis dat de hele skoalle frij krige, sadat de achtstekklassers har steatseksamen ôflizze koenen. Jessie Dykeman wie dy dei ûngesteld - se wie dêrtroch gauris siik - en koe sadwaande net komme. Mar Maynard Tollhouse, Ruby Young, Nelda Brewster, en Free kamen wol. Se dienen in healoare eksamen, en gongen dan tsien minuten nei bûten foar wat frisse lucht. Free hie wat syn nocht fan

Ruby en Nelda. Bij dat luchtsjeskeppen sloegen se hieltyd wer goar praat út oer haadmaster Obert Ardman, en dan seinen se dat se ja sizze soenen, as er har oait frege om it mei har te dwaan. Maynard fûn dat wol grappich en frege oft hij en Free dat net yn pleats fan him dwaan koenen. Ruby en Nelda tochten oer dat foarstel nei en oerleinen wa't wa krije soe. De rest fan de dei raffele Free fluch de eksamens ôf, as wie it in belediging om se ôf te lizzen. Hij die it lykwols ridlik goed, mei sifers 100 en 99 foar maatskippijlear, skiednis, ierdrykskunde, spelling. Mar hij blundere bij grammatika, mei mar krekt in foldwaande mei 76.

En dan wienen der op 't lêst yn tsjerke de diplomaútrikkingen. Free moast út Emerson foardrage, in tekst oer ûnôfhinklik wêzen, en liet likernôch in tredde wei, foar in part omdat er lilik wie dat er gjin fatsoenlik stel netsjese skuon hie. Hij sjenearde him dat er in pear brune wurkskuon mei izeren snuten drage moast, dy't spesjaal foar de gelegenheid swart ynsmaard wienen. Syn heit sei dat er foar syn soan gjin nije sneinske skuon keapje woe foardat syn fuotten út 'e groei wienen.

'Jonge, jonge,' sei Alfred, 'no bist noch mar krekt tolve, en no hast al mjitte trettjin, te grut foar dyn leeftyd. Dat moat ophâlde. Wannear silst oait dyn skuonmjitte ynhelje, jonge?'

Ada moast glimkje om Alfred syn opmerkings. Se besocht de boel wat te behimmelfen troch te sizzen dat de jonge in helder ferstân hie. Mar har wurden feroaren neat oan it feit dat er syn brune wurkskuon mei spesjaal swartsel derop drage moast.

Free seach twa dagen letter noch altyd swart, doe't haadmaster Ardman de hele klasse nei Rock Falls meinaam, dêr't se op 'e foto kamen. Ardman moast Free de hele reis nei de fotostudio it leksum oplizze om net mear sa swart te sjen. Gelokkich wie de fotograaf in grappige man en it slagge Free om syn lippen rjocht te hâlden. En gelokkich naam de fotograaf de foto ek sa, dat har fuotten der net op stienen.

Der wie in moaie tafaller. It bestjoer fan de kristlike skoalle joech elke learling mei in diploma in splinternije swarte learen Bibel. It goede boek wie fergulde mei goud op sneed en hie in blauwe siden bledwizer. Free fûn it gefoel en de rook fan de nije Bibel prachtich. No koe er yn syn eigen boek oer de oarloegen fan Koaning David lêze, en syn feroeringstochten en syn troubrek.

Free * 51

Yn juny dat jier learde Free te wurkjen mei in inkelwurkjende kultivator.

De earste pear kear oer de eker hie er der gjin probleem mei. Syn heit die in eintsje foar him elke twadde fuorge, want dat makke it makliker om oan 'e ein fan de eker om te swaaien. Free naam dan de fuorge dy't syn heit oersloech. Wylst se stadichoan fierder kamen, wie it geweldig om te sjen hoe't it brune lân swart waard, om en om stripe nei stripe.

Se dienen de westlike fjirtich yn 'e lingte en nei in skoftke kamen se ûngemurken yn in leech telâne. Dêr wie de grûn kliemsk en plakkerich as er wiet wie, en hurd as er droech wie. Mei mar in bytsje druk op de blêden en de fuotten yn de stielen bûgels, boarren de blêden har yn de grûn, en smieten se nei alle kanten swarte kluten. It slimste wie noch dat de kluten de teare maissprûtsjes bedobben. It mais wie noch mar in pear sentimeter heech. Fan dêr't Free op 'e stielen sitpanne siet, liken de griene sprûtsjes krekt jonge rintfearkes. As er de blêden mei allinne de houten hânfetten nei ûnderen hold, dan kaam der achter him amper in kraske yn 'e grûn. As er dan wer de blêden mei de fuotten deltreau, dan boarren se har wer de grûn yn, te djip.

‘Ferrek!’ rôp er. ‘Ho.’

Syn heit wie in eintsje foar him yn de achtste fuorge. Dy stoppe ek. Hij hie de linen yn in knoop oer de skouders bûn en liet de hynders stilstean troch dêr allinne mar achteroer tsjinoan te leunen. ‘Wat is der te rêden, jonge?’

‘Dat stomme ding ploeget of te djip of te ûndjip.’

Alfred bûn syn linen oan in hânfet fan syn kultivator en kaam op him ta. Hij seach achter him nei de fuorge dy't Free krekt wjудde hie. Op ien plak wienen de teare griene plantsjes helendal bedobbe. ‘Dat komt net goed. Sa krije we gjin mais.’ Hij seach nei dêr't de blêden amper de grûn yn gongen wienen. ‘En dêr koenen we mar better in hin achterút oerhinne lûke.’ Hij beseach Free syn nije kultivator. Free woe graach fan syn nije kultivator hâlde. It wie in nijenien mei giele tsjillen en in grien frame.

‘Ik sil dij ris wat sizze, jonge. Wylst ik dyn kultivator útprebearje, giesto werom troch de fuorge en hellest de modder fan de jonge mais ôf.’

‘Goed.’

Alfred hoegde mar tsien meter te gean of hij fernaam al wat it probleem wie. ‘Ho!’ Hij sprong derôf. ‘De fearren dy't de blêden stjoere sitte net strak genôch.’ Hij rûn nei syn âlde reade masine en pakte ferskillende moersleutels út in bak mei ark. ‘We sille dat stel skroeven wat oandraaie.’ Hij stinde in kearmannich. ‘Sa. Prebearje mar ris.’

Free klom oan board, lei de linen om syn skouders en sette de fuotten yn de stielen bûgels. ‘Fuort.’

De skimmels hongen yn 'e beage en de blêden gongen fleurich oan 't wurk.

Alfred seach ta. ‘Ho even. Ik moat noch even ien kear de boel wat bijstelle. Dy skylden moatte noch wat leger. De modder wol der noch altyd ûndertroch glûpe en dan it jonge mais bedobje.’

Free prebearre it opnij troch it kliemske leech. It gong poerbêst.

Omdat Polly wat loai wie en har ein fan de sljochtmakker net earlik loek, wie Free syn span skimmels wat suniger as it span fossen fan syn heit, Dick en Fan. Mar de skimmels wurken lykmjittich troch en oan ’e ein fan de dei hie Free likefolle fuorgen wjudde as syn heit. Dy wie grutsk op Free en bij it jûnsiten skepte er oer him op. Hij sei tsjin Ada: ‘No’t de jonge ús helpt, sille we net tefolle achterlizze op dy altyd betide broer fan dij.’

Ada sei glimkjend: ‘Ja, ús âldste wurdt grutter, en docht mei yn ’e tsjerke en bij it lânwurk.’ Free naam dy lof mei in skouderskokje oan.

De oare moandeis fieldde Ada har net goed. Alfred ferkeas thús te bliuwen en die de wask foar har. Free gong allinne nei de noardlike tweintich.

Alles gong dat it slydjage. Polly en Nell loeken rûnte nei rûnte lykmjittich troch. Oan ’e ein liet Free har hoeden swaaie om har mar net op it jonge mais stappe te litten. Hij liet de skimmels oan ’e ein útrêste, as se der wat útlippe út begûnen te sjen, altyd mei de kop yn in licht súdwestlik sigentsje. Der songen koperwjokken en ljurken yn de oastlike sompen.

Al gau betocht Free bij himsels in sabeare honkbalwedstryd, wêryn’t syn ploech fan de kristlike skoalle einliks de ploech fan de middelbere skoalle fersloech. Yn syn holle spile er bal nei bal de wedstryd nei. Hij pakte de bal oer de naden beet en smiet him tusken syn middelfinger en syn ringfinger foar in upshoot. De bal fleach draaiend nei de grutte slachman, omheechsjittend nei syn fûsten, en hij sloech om ’e nocht út alle macht. Earste strike.

Dêrnei draaide Free bij syn beurt de hân palm om. De bal fleach opnij draaiend op de slachman ôf, ditkear foar in outshoot. Twadde strike. Doe goaide er in knuckleball. De bal fleach wibeljend as in flinder. De grutte slachman swaaide te gau en siet op ien knibbel doe’t de bal foarbijkaam. Tredde strike. Smeet nei smiet liet er de bal foarbij dy grouwe lomperds stowe. En, wûnder boppe wûnder, hij sloech se de hele wedstryd allegear út. Se krigen de hele dei mar fiif kweaballen fan him. Man, wat in wedstryd. Ja, sels de scout fan de Chicago Cubs yn it gebiet hearde derfan en belle syn heit op om te freegjen wannear’t syn soan wer smite soe, om him dan te besjen en miskien foar de Cubs yn te hieren en de folgjende maityd opkomme te litten foar de training te Avalon op Santa Catalina. Undertusken, as slachman, gong er meastal yn de hâlding fan Rogers Hornby stean, fier achtern yn it slachperk, mei de fuotten bijelkoar.

Doe't de pitcher fan de middelbere skoalle, Gene Buch, opkaam, gong er mei de achterste foet wat omheech; as Gene Bunch oanrinnen kaam en smiet, stapte Free nei foaren en swaaide de kneppel. Hij besocht de oanstrûzende bal oer de holle fan de twadde honkman te slaan en de curve oer de holle fan de koartstopper links. Hij seach de bal op him ta giseljen, wyt en fluch as in planeet om de sinne hinne; doe't er sels slaan moast, seach er de bal syn kneppel reitsjen en wifkjen; doe opspringen yn in stadich rizende drive, wêryn't it wite ding lytser en lytser waard wylst it bij him weifleach; seach him op it heechste punt kommen, en op 't lêst op de tribunes oan de rjochterkant delfallen foar in homerun. Oan it ein fan in lange en prachtige wedstryd hie er de ploech fan de middelbere skoalle ferslein, 14-0. Hij hie safolle runs noadich om der twa grandslam homeruns en twa trijerun homeruns yn te passen.

Automatys nei de einloaze rigen teare maissprûtsjes sjend dy't ûnder syn sprate skonken trochglieden, mei de leien om 'e rêch hinne, wylst de skimmels stadich trochloeken en út en troch in skeet lieten, foel syn each op in âlde maisstâle foar him. Dy lei dwers oer in fuorge hinne. Hij waard wekker. Syn skoffelblêden soenen dy fansiden meislepe en dan soe er alle maissprûtsjes dêrfoar ôfbrekke. Hij tocht dat er wol fan syn sitpanne ôfhingje koe, wylst er him mei ien skonk fêsthield, en dan de stâle derôf gripe. Dat soe itselde wêze as op âlde Tip te stuntriden, en al fjouwerjend in bûsdoek fan de grûn op te krijen. Hij gong nei links fansiden hingjen, rikte nei ûnderen en pakte de stâle beet.

Hij hie de leien net om it skouder hâlde moatten. Polly wie wat loai, mar se hie ek in gevoelige bek. Se hie in sear plakje yn de hoeke dêr't it bit syn wurk die. Men moast har mei in sloppe leie stjoere. De leie oan har kant trof har fûl yn 'e bek en se skrilte fuort op en begûn, mei de kûnt heech yn 'e loft, te skoppen en naaide út. Nell stiek de kop omheech en stie stil. Dêrtroch wiek Polly nei rjochts ôf. Har hommels springen loek Free fan syn stielen sitpanne en foardat er it besepte trûzele er op de wrottende blêden ûnder him. Dêrtroch skuorde de leie noch fûler oan de bek fan Polly, en ek dy fan Nell, en dêr gong it hinne. Se begûnen te fjouwerjen, yn in ôfbochtsjend paad oer de fuorgen hinne. Teare maissprûtsjes fleagen de loft yn.

'O, God noch ta.' Op de ien of oare manier stieken de skoffelblêden oan de linkerkant Free as in swurd yn syn linkerskonk. It slagge him om de linen fan syn skouders ôf te skodzjen en sadwaande de boppeste helte fan syn lichem te befrijen, mar tsjin dy tiid gongen de hynders sa fluch dat er syn skonk net losskoppe koe. De blinkende skerpe punt fan it blêd siet fêst as in iispriem. Dy begûn him mei te sleuren. Hij die de eagen ticht.

'Ho! Ho!'

Mar de hynders draafden troch en hij waard meisleept, dwers oer it maisfjild hinne. Syn boksen en hier kamen fol te sitten mei kolkjende ierde.

Syn heit soe him fergrieme as er it kreaze maisfjild sa ferrinnewearre. Alfred stie der bekend om dat er syn mais yn in perfekte krúsfoarm plante. En hij soe him wol twa kear fergrieme kinne dat er al dy teare maissprútsjes stikkenmakke hie. In heel weinfol takomstige maiskolven waard sa ferneatige. En der kaam noch bij dat syn eigen prachtige ridende kultivator him fermoardzje soe, as er syn skonk net los krige fan dy skerpe blêdpunt.

‘Help!’

Hij fiede hoe’t de punt fan it skoffelblêd knisterjend yn syn kût snijde, sa’n hânbreed boppe it ankel, oan de bonke ta, kreakjend.

Undertusken krigen de blêden oan de rjochterkant fan de balansearre fearring ynienen de kâns om helendal neit Sina ta te dollen. Wat hurder de hynders draafden, wat djipper de rjochterblêden harsels yngroeven. Uteinlik gongen de skoffelblêden der sa djip yn, dat de hynders derfan begûnen te pûsten. En doe holden se gewoan op, omdat it te swier gong om de masine te lûken. Stilte. Free die de eagen iepen. Hij libbe noch.

De hynders stienen lûd te hymjen en sloegen oerstjoer mei de sturt. Free gong foarsichtich oerein sitten om te sjen. Tsjong. De skerpe punt hie wol echt slim yn him opboarre. It die net sear. It seach der wol gewoan aaklich út. Hij ferskode oer de grûn en hearde dêrbij de izeren punt wat kriezen oer wiete bonke. Hij sykhelle djip en skuorde doe mei in hommelse beweging nei foaren syn skonk los. Hij loek de skonk omheech om him even fan tichterbij te besjen. Wat in jaap. Djip. Sawat in finger lang. Hij wibele mei de teannen, doe syn hele foet. Alles die it noch. Gjin echte skea. Hij hie gelok hân.

Hij kniep even yn de nije jaap om te sjen oft er him bliede litte koe. Yn pleats dêrfan buorrele der wat fet omheech. It wie in nuver plak om sa’n sneed te hawwen. Hij kniep der wer wat yn. Der kaam noch altyd gjin bloed út. Hij seach wat smoargens yn it ûnderste stik fan de sneed en fage dat der mei in fingerpunt út.

Hij pakte syn reade bûsdoek en bûn de wûne stevich ticht. Al gau soe it bloedfergiftigingstiid wêze. Dit koe mar better heelje foardat dy hûnsdagen der wienen. Hij gie oerein en beseach it spoar dat de kultivator dwers troch de maisfuorgen lutsen hie. Wat seach dat derút. No, der siet neat oars op as al dy teare sprútsjes wer op te graven en wer te plantsjen, der goed foar soargjend dat se allegear yn it perfekte krúspatroan fan syn heit set waarden.

It koste him in healoere om se allegear wer te plak te setten.

‘En se kinne no mar better net deagean,’ mompele er bij himsels, ‘of heit sjocht dat grif.’

Tsjin de tiid dat er de hynders wer rjocht yn de fuorge stean hie, stie de sinne hast lyk boppe him. Tsjin dy tiid begûn syn skonk ek alderduvelst sear te dwaan, mear yn de bonke as yn it fleis. Hij kipe even ûnder de reade bûsdoek. Dat fetlike spul seach der noch altyd frjemd út.

Twa omgongen letter hearde er syn heit syn tomme-en-finger-fluitsje. Tiid om nei hûs ta. Heit moast de wask berêden en it iten klear hawwe. Dat snerpende fluitsje bleau yn syn earen hingjen as de fluit fan in trein. Hij stâl en fuorre de skimmels.

Hij hompele nei hûs ta. Syn gelokkige broerkes boarten ûnder de beammen. Oan de line súdlik fan it hûs wie syn heit de lêste donkere klean oan it ophingjen. Free rûn daalk nei it medisinekastke boppe it oanrjocht, en helle de flesse peroksiede foar it ljocht. Hij stapte nei bûten, striek op de betonnen stoepe del en helle de reade bûsdoek derôf. De sneed hie noch helendal net blet. Hij flutste der wat peroksiede op. Daalk begûn de lange wûne te brûzjen, en doe oer te sieden yn tsjok skom. Hij fielde hoe’t dat skomjende medisyn oan it wurk gong. Wat in aaklike jaap wie dat eigenlik toch.

Der foel in skaad oer syn wang. ‘No, dat makket it wol goed skjin.’ Dat wie syn heit, mei in kuorfol droege klean.

‘Nnn.’

Alfred stoarre noch even nei de wûne. Doe makke er in knikkende beweging mei de holle. ‘Nee, ferdikkeme, ik sil net freegje wêrst dat oprûn hast.’ Hij draaide him om nei de sânbulte. ‘Jonges! Kom op. Tiid om dat gat yn jim bûk wer ticht te stopjen.’

Doe’t de wûne ophold te brûzjen, pakte Free in skjin wyt ferbân. Syn mem hie dêr in foarrie fan, losskuord fan âlde lekkens, en bewarre yn in sek ûnder de trep.

Op in moarn sei Alfred tsjin Free dat er de hynders mei de kij ophelje moast. Se soenen dy deis begjinne de ripe hjouwer yn te heljen. De sinne wie noch mar amper op en de miede stie fol leeljes. De hynders wienen yn de fierste hoeke fan de greide gers oan it fretten. De kij koenen moarnsier oeral yn it lân wêze en wienen oer it algemien net sa lestich om op te heljen. Mar de hynders wienen altyd sa fier mooglik achtern, foaral op dagen dat se wurkje moasten. It wie krekt as hienen se in spion yn ’e hûs en koenen se Alfred hearre as er de opdrachten foar de dei joech.

It wie waarm. Alles wat Free oanhie wie in overal. Hij draafde in stikje. Syn heit mocht dan kleie oer de mjitte fan syn skuon, mar op

bleate fuotten fielden syn fuotten sa licht oan as fan in fûgeltsje. De seis hynders wienen noch drok oan it gersken, doe't er al hast bij har wie. Mei ien each nei him sjend, en mei slûchslimme lippen, gongen se troch mei fansiden oan it gers te skuorren. Op 't lêst, doe't er noch mar fiif stappen ôf wie, skuorde de rûn Dick it lêste befol los, en stiek er de kop omheech. Hij snúfde; flipte de sturt omheech en warskôge sa de oare hynders; en naaide út. Earst like it hele stel it paad nei hûs op te gean. Mar bij de ein fan de kleau skeat Dick ynienen nei links. Mei opwapperjende swarte moannen en swaaiend mei syn swarte sturt, begûn er har allegear om de kleau hinne nei de oastlike hoeke fan de greide mei te nimmen.

Free tocht: 'As ik har no net fuort te fluch ôf bin, dan kin ik der de hele moarn achteroan drave, fan de iene hoeke fan it lân nei de oare, en krij ik har noait te pakken.'

Hij bûgde nei links ôf en rjocht op de kleau ûnder him ta. Hij wie der wis fan dat er dêr oerhinne springe koe. Dy like net al te breed. Nei ûnderen waarden syn stappen langer. Al gau gong it as in flits. De wyn streakte syn gesicht. Hij seach nei de oare kant wêr't de hynders wienen. Moai sa. Hij snijde har ôf en wie oan it ynheljen. Dat kring fan in Dick soe oer in pear tellen in ôfgrypslik ferbaasd hynder wêze.

De kleau wie breder as er tocht hie. God noch ta, dêr soe er noait oerhinne komme. Hij soe de oare kant net helje, en delkomme dêr't dy stiennen omheech stieken. It oantinken oan dy kears dat er der net wis fan wie oft er al of net dy sprong op de sektouter meitsje koe, flitste him troch de holle. Mar hij hie sprongen en it toch helle. No, wêrom no dan net? Prebearje it, fergemy. Noch twa grutte stappen. Alle enerzjy dy't er hie, stoppe er dêryn. Doe los fan de grûn. Alles of neat. Sa heech en fier as er koe. Hup!

En omheech! Bij it omheechgean woe syn yngewant sels noch mear omheech, en loek it syn gewicht nei syn skouders ta. Op ien of oare manier moast er himsels sweevje litte. Lâns de rânen fan syn eagen spatten stjerren útelkoar. Doe, God noch ta, omdat er it woe, sweefde er werklik in ein. In pear tellen lang hong er echt yn 'e loft. De sekonden duorren mar. Ut syn eachhoeken seach er dat de hynders stadiger liken te rinnen, en krekt as hij yn 'e loft hongen, as slingers fan in klok dy't sûntsjes ferstillen yn in ferdoovjende droom.

Op 't lêst liet er ien tean sakje en glied op 'e ierde ta. Hij kaam del op de griene gersmatte oan de oare kant fan de kleau. Syn sprong gong oer yn in foaroerhingjende draf, en joech him feart de hichte op. Omheech strûsde er, mei koarte stappen, en hij wie de hynders tsien meter foar.

Mei swaaiende earms raasde er nei Dick dy't foaroan rûn. 'Werom do kring. Werom!' Hij hie sa'n prestaasje levere troch oer dy brede

kleau te springen, dat er op 't lêst begûn wie te leauwen dat er sels in hynder wol allinne oan koe, as er der sin oan hie, en him poer allinne wol tsjin de grûn wrakselje koe. Hij rûn wat fansiden en doe lyk op de fioelefoarmige kop fan Dick ôf. Hij raasde syn útdaging: 'Goed dan, do ferrekkeling. Ik huf dij tsjin 'e grûn.'

Dick, kjelwurden, hold op fjouwer poaten glydskjend foar him stil. De oare hynders stienen stil yn in rige achter him. Free sloech nei Dick syn noas en joech him in reis. 'Werom, do rotsak!' Dick draaide him kjel om, stiek lilke de sturt omheech en fette wer moed. Oan de manier wêrop't syn eagen achterom oer syn swarte moannen seagen en hoe't er fluch en wat fansiden fuortdraafde, en mei de earen plat mei de sturt gisele, wie it maklik te fernimmen dat er prebearje soe om nei de westlike heuvel werom te stowen. De oare hynders fjouweren om him yn te heljen.

'Dy rotsak!'

Free sette wer ta en nei ûnderen dravend naam er opnij de kleau. Hij kaam der wol mear as oardel meter oerhinne. En wer wie er Dick bij de heuvel sa'n tsien stappen foar.

'Tebek, do kring!'

Dick kaam foar de twadde kear glydskjend ta stilstân. Hij stegere en wrinzge, skel, o sa skel, suver hast as in frou. Doe liet er de sturt sakje en liet er de moedfearren hingje. Hij draaide him om nei hûs ta. De oare hynders sjokten achter him oan de greide troch en de reed nei it hiem op.

De twadde deis, bij it stûkjen achter Alfred syn biner oan, waard Free stadichoan in sear plak op syn linkerpols gewaar. Hij seach dêr in fjoerreade bulte. Bij it middeisiten liet er dy oan Alfred sjen.

'Hmm,' sei dy, kôgjend op in brogge mei droech kowefleis, 'dêr hast in stienpûst.' Free befelde de punt. 'Dan kin ik him mar better útknipe.'

'Net dwaan. We dogge der in kompres omhinne en litte him dan ryp wurde.'

'Hoe wit ik dan wannear't er ryp is?'

'Dan sjocht er der út as in grouwe ripe pûkel.' Mar Free koe net foarkomme dat er der no en dan tsjinoan stjitte. Dat die him sa sear, dat er in skeaf mei syn linkerhân mar amper mear beethâlde koe. En let yn 'e middei foarme him in klûtsje binnen yn de reade opswolde bulte. Dat fiede oan as in jasknoop. Alfred helle in sneed spek dat net ynsâlde wie en naam Free mei nei de betonnen stoepe ta. 'No even nei dy pols fan dij sjen.' Hij pakte syn linkerearm beet en lei dy oer syn knibbel.

Oer in gouden wrâld gong de sinne ûnder. De rook fan rispijen hong swier yn 'e loft. Alfred flijde it rauwe spek foarsichtich oer de stienpûst

hinne. ‘Dit makket dat er ryp wurdt. Sa net, sêgje him dan út.’ Hij knope der in ferbân omhinne dat er netsjes boppe de pols tichtbûn.

‘Wannear witte wij it?’

‘Moarnier. En pas op foar skrammen de kommende tiid. Dit binne de hûnsdagen, witste. En mei ferkeard bloed soe dat in protte lêst jaan kinne.’

Free hie de hele nacht nuvere dromen. Tsjin de moarn wie it ferbân derôf strûpt. Doe’t it ljocht genôch wie om te sjen, ûntdiek er dat de pûst echt ryp wurden wie. Ut de fjoerreade swolm stiek in wyt puntsje as in kerrel rys omheech. Syn earm fiele oan as soe er ploffe. Dy stie stiif fan it fergif.

Letter, ûnder yn ’e keuken, ûndersocht Alfred him. ‘No, ik sjoch datst sa snoad west hast der net oan te sitten.’ Hij helle noch in stik wyt spek en in skjin stik wyt ferbân. ‘We sille dit wat strakker ombine. En do meist wol wer op bêd. Ik wol net datst hjirmei melkst. En gjin stûkjen op ’t heden.’

‘Mar dan rekket heit sa’n ein achter.’

Syn heit glimke wat nei him. ‘No, do hast dan miskien in soad ferkeard bloed yn dij, mar dyn hart sit op it goede plak.’

It wie healwei de moarn en Free stie op it punt syn heit wat iten te bringen dêr’t er oan it skeafbinen wie, doe’t syn earm ynienen, bij it opkrijen fan it lunsjammerke, wer hearlik frij oanfiele. En syn pols lyksa. Hij kipe even ûnder it ferbân. Syn stienpûst like wol in fulkaan. Der rûn readachtich spul út it gat. Doe’t er it stik wyt spek optilde, kaam der in maits, of wat op in maits like, út dat gat wei. Dy siet fêst oan dat stik spek. Hij liet dat oan syn mem sjen.

‘Aha,’ sei dy, ‘it binnenst is der út. No is er aanst samar wer better.’

Alfred hie gelyk dat syn bloed ferkeard wie. Foardat Alfred klear wie mei it hjouwersichtsjen, ferskynden der mear gleone plakken, ien achter op syn linkerringfinger, ien op syn ûnderearm, en op ’t lêst twa op syn rjochterearm. En foardat hij en Alfred klear wienen mei it stûkjen, krige er ek noch pûsten op syn beide knibbels. Op in dei telde er achtentweintich jokjende stienpûsten op syn lichem, seis op syn linkerknibbel, allegear op in plak fan mar sa’n fiif bij fiif sentimeter. It die him oeral sear. Hij wist presys hoe’t Job him field hawwe moast mei al syn stienpûsten.

In pear nachten letter waard er wekker mei pine yn ’t liif. Mear oanwizingen fan ferkeard bloed. Hij kreunde yn himsels. Wannear hold dat no ris op?

De lêste tiid hie er faak lêst fan ferstopping hân. De iene dei fleach it derút; dan trije, fjouwer dagen neat. Hij hope dat er net wer oan ’e loop

reitsje soe. Hij hie der de pest oan om yn it tsjuster fan bêd ôf en nei it húske te gean. En hij koe ek net bêst de wite kêde ûnder Everett syn bêd brûke. Dy hie in kear it lid op de betonnen stoepe falle litten, dat no hie de pot gjin lid. As er nachts in grut boadskip die, soe de keamer fuort sân kertier boppe de wyn stjonke. Hij streake lightsjes oer syn liif. Heare, it wie krekt as hie him in knaap fan in stienpûst yn syn búk foarme, mei in binnenst sa grut as in teepantsje, rjochts ûnderyn krekt ûnder de hûd.

Hij lei even oerflakkich te sykheljen. Ynienen, man, wat in hege need. Kreunend swaaide er de fuotten bûten bêd, en dêrbij waard it teepantsje yn syn búk lilk en feroare yn in krabbe dy't him ferskuorrend sear biet. Slimmer noch, in frachttrein begûn de lêste bocht fan syn yngewant om te dinderjen, en dêr't dy him mei geweld in paad socht, die dat ferfûlde sear. Dat waard ferskriklik. Hij kroep op hannen en fuotten nei de pot ûnder it oare bêd, loek dy nei foaren, liet syn ûnderguod sakje en hyste himsels oan board.

Hij siet noch mar amper goed en wol, mei de knibbels omheech oan beide kanten fan syn wangen, doe't de frachttrein oankaam. Dy spjalte him hast midstwa. Syn yngewant kôke. Yn in sucht feroare syn trochgong fan hurd nei weak, in earsteklas gefal fan de loop. It wie krekt as waard syn yngewant folslein oerstjoer, doe't ienkear de stop fuorthelle wie. Syn ienskotsgewear feroare yn in repeteargewear. Heare, it wie ferskriklik. Ferskriklik.

'Piiiû,' rôp Albert fan de oare kant fan de keamer. 'Giest dea?'

'Bist wekker?'

'Nei dat kabaal?'

Free kreunde. Dat moast wol it slimste momint wêze dat er oait op ierde meimakke hie. Wat in ferskuorrende ellinde.

'Koest dat net nei it húske ta bringe?'

'Ik wie al bliid dat ik der hjir op 'e tiid bij wie.'

'Piiiû!'

'It is foar mij like slim as foar dij.'

'Gelul.'

De rjochterûnderkant fan syn búk die eigenlik noch searder as dêrfoar. It wie suver as hie ien him in flymskerpe heasplitter yn 'e side raamd. Hij siet sa stil as er mar koe op 'e kâlde pot.

'Ik kin net sliepe yn dy grouwélige stank,' jammere Albert.

Free joech ta dat it net bêst wie. 'Sa gau't dit ophâldt, bring ik it wol nei it húske.' Hij begûn him wat soargen te meitsjen dat it ûnder him aardich heech op begûn te bouwen. In waarme wyn siigde troch it súdlike miggeramt. It wie suver as waard er troch in droom oanroerd. It repeteargewear fjurre wer. Syn achterwurk waard dôf dêr't it op de kâlde râne rêste fan de âlde wite pot.

‘O God,’ stinde er, ‘it liket as wurd ik sloopt.’

‘Dit moast ferbean wurde,’ rôp Albert smoard fan ûnder syn kjessen wei. Op ’t lêst waard Free syn repeteargewear stil en koe er oerein. Syn bûk fielde hol oan. De stekkende pine wie noch altyd ferskriklik. Hij frege him ôf hoe’t er it yn ’e wrâld ha moatte soe om de swiere pot nei it húske te sjouwen. Dêr hie er amper de kracht foar.

Mar it moast. Rûngear die er mar ien knoop fan syn ûnderguod fêst, foar yn gefal fan need. Hij krige de pot mei beide hannen op en gong mei syn teannen op ’e taast nei ûnderen. Dat die er sa hoeden dat foar ien kear de trep net kreake. Hij sette de pot op de lêste treptrede del en draaide him om om de doar ûnder bij de trep iepen te dwaan. Hij prakkesearre himsels de keuken yn en treau mei syn achterst de tredpoar achter him ticht. Op ’e taast syn paad troch de keuken fiend, troch de noch tsjusterder oerdutsen stoepe, kaam er bûten op it stoepetrepke te stean.

De sudewyn kuolle syn gleon gesicht. Sterren, miljoenen sterren skitteren boppe him. In meteoar skroeide oer syn eachbollen. Al dy ivichheid dêrboppe en hjir stie hij, mei in ferskuorrende pine yn ’t liif. Hij helle it húske sûnder problemen en lege de pot. Hij wie likernôch healwei werom nei hûs, doe’t de ellinde him wer trof. Hij sette de pot yn it gers del en snjitte werom nei it húske.

Ferbjustere siet er dêr. Hij koe de deis dêrfoar net safolle iten hawwe. Miskien raande er wol helendal. Syn yngewant waard wat rêstiger doe’t it ljocht de kym achter it dak fan it bargehok opljochtsje liet. Hij loek syn ûnderguod omheech en sette wer op hûs ta. Hij fûn de wite pot op it griene gers en gong nei de pomp om him om te spielen. Hij en syn heit wienen beide wat kjel, doe’t se elkoar troch de doarren oan beide kanten fan de keuken binnenkommen seagen, hij wer op wei nei syn bêd en syn heit ûnderweis om syn moarnskofje te setten.

Alfred seach nei de pot dy’t er bij him hie. ‘Oan ’e loop?’

‘O heit, ferskriklik. Net te hurdzjen.’

‘Hmm. Dan kinne we dij mar better wat kaniel jaan.’

‘Ik kin no niks ite. Myn mage is sa soer as in bargetrôge.’ Free stie op it punt de doarknop fan de treppendoar beet te pakken, doe’t syn yngewant wer op begûn te spyljen. Hij kwakte de pot oer de flier, kromp yninoar en stode nei bûten. ‘Ditkear helje ik it noait.’

Mar dat die er wol. Bij it sitten gean slagge it him de woeste stroom mei in bôge troch it earste gat te rjochtsjen.

Alfred gong nei in skoftke ek nei bûten en op de húske doar ta. ‘Ik nim oan datst fan ’e moarn de kij net ophelje kinst en melke?’

‘Nee heit. Gjin kâns op.’

‘Sa slim is it, h’n?’

‘Ik wetterje út it ferkearde gat. It is krekt as binne dy twa gatten fan plak ferwiksele.’

‘Goed. Dat woe ’k eefkes witte om dêr rekkening mei hâlde te kinnen.’ Doe’t de famylje oan de breatafel siet, siet Free noch altyd op it húske. Om njoggen oere kaam syn mem te sjen hoe’t it mei him gong. Se kipe om de doar hinne. ‘No jonge, sjochst sa wyt as in deade.’

‘O mem, myn búk docht mij sa sear.’

‘No, we kinne tink mar better in dokter helje.’

‘Nee, gjin dokter.’ Syn heit en mem wienen te earm om doktersjild oan him te spendearjen. ‘Ik ha allinne mar in slim gefal fan de simmerkwaal.’ Syn mem brocht him in glês waarm kanielwetter. Dat holp net folle. It waard der krektsoarsom noch minder fan. Hij doarst mar amper syn flibe troch te slokken, bang dat dat wer wat op gong bringe soe.

Alfred kipe troch de húskedoar doe’t er dy middeis út it fjild wei thúskaam. ‘Jonge, jonge, do hast it wol slim te pakken, net?’

‘It docht mij sa freeslik sear, heit.’

‘Is it noch net wat saksearre?’

‘Nee.’

Free sie de hele middei op it húske. Hij moast foarsichtich mei de hannen syn side beethâlde en licht sykhelje, om mar net dy grouwe krabbe fan pine wekker te meitsjen.

‘Jonge, sil ik even bliid wêze as ik wer gewoan stevich poepe kin.’

Om fiif oere hinne saksearre syn búk wer wat en like de pine wat ôf te nimmen. Hij wie oant de lêste drip leech en fiede him skrousk. Hij die in oantal stappen nei hús ta, seach it gers ûnder him kanteljen en foel plat op it liif.

Alfred kaam oer it hiem oandraven. Syn gesicht stie soarchlik. Hij krige him op en droech him de keuken yn. ‘Frou, dy jonge is echt siik. It is krekt as draach ik in sloppe wjirm.’

Free beweegde yn de earms fan syn heit. It wie in goed gefoel om heit syn sterke earms om him hinne te fielen. ‘Set mij mar achter de kachel, heit. Dêr’t Swalker winters altyd sliepte. Ik bin kâld.’

Ada streake him oer de foarholle. ‘Syn gesicht fielt gleon oan. Ik helje in kjessen foar him.’

Der stie in grutte krûk grôtfol fermintearjend druvesop achter de kachel. Free en Alfred hienen in pear wike earder twa jutesekken fol wylde druvesocht. De swiete rook fan dat ferfelende sop wie hast genôch om him spuie te litten. De waarmte fan de kachel wie lykwols o sa noflik en nei in skoftke wende er oan dy lucht. Hij foel hieltyd wer yn ’e sliep op ’e hurde flier, wylst de rest fan de famylje oan it iten wie en syn mem yn syn plak út ’e Bibel lies.

It wie al tsjuster doe't syn heit him opkrige. Syn burd skuorre him even oer it bleate skouder. Alfred sei: 'Ik kin dij mar better op bêd bringe.' Dat fûn Free moai.

'Sliep mar lekker, jonge,' rôp syn mem him nei.

Alfred droech him nei syn sliepkeamer en bestoppe him. 'En ast hoe dan ek ferlet fan ús hast, joust mar in gjalp, goed? As it moat, helje we de dokter.'

'Dat komt wol goed, heit.' Alfred rûn wat stadich nei ûnderen.

Free striek mei de hân oer syn búk. Hij wie sa ôfklaaid, dat er fan foaren hast de punten fan syn rêchbonke fiele koe. It hurde plak rjochts ûnderoan wie der noch altyd. Hij glied der mei in fingerpunt oer hinne. It fiede krekt as hie er in heel board trochslokt en wie dat yn ien fan de bochten fan syn yngewant stykjen bleaun. Syn termen liken om dat hurde plak hinne tize te wêzen. Ut en troch fiede er dêromhinne in stekkende pine.

De pine fiede nuvergenôch krekt as hûnen dy't tsjin in ynkringer blaften.

Hij waard wekker mei de hân fan syn mem op syn foarholle. De sinne skynde fel yn 'e keamer op. 'Wolst wat waarms te iten hawwe?'

'Hoe let is it?'

'Tsien oere. Dyn broers binne krekt fuort om jim heit iten te bringen.'

'Nee.'

'Wolst neat? Sels net in glês kâld wetter?'

'Miskien in glês waarm wetter.' Ada helle him in glês waarm wetter. Binnen in pear minuten moast er wer nei it húske. 'Mem,' rôp er, doe't er nei bûten draafde, 'hoe kin wetter sa gau yn poep feroarje?'

Hij seach al gau hoe. Hij blette fan binnen. Gjûn drinken mear foar him. De hele dei dommele er yn en út 'e sliep. Alfred kaam krekt foar it op bêd gean even te sjen. 'Noch altyd pine yn dyn rjochterside, jonge?'

'Net echt mear. It is no krekt as is der waarm wetter oer myn yngewant getten.'

'Hmm. No, moast ús echt roppe as de pine weromkomt, hear. De folgjende kear giest nei de dokter.'

Free lei de hele dei op bêd, iet neat, dronk neat. De fjirde dei krige er einliks wer wat honger. Ada joech him in komke munttee. It fleach net troch him hinne. De fyfde dei krige er twa kear munttee en in lyts komke waarme rys. Hij struide der wat sûker en kaniel oerhinne, mei in likje bûter. Dat smakke wol goed. Tefreden fernaam er dat syn smaak weromkommen wie. Dat koe er ek binnen hâlde. De sechde dei siet er ûnder iten mei oan tafel. It hurde plak yn syn side wie krompen ta

in lyts teepantsje. De wrâld gûnze net langer. Op de sânde dei seach er tafallich nei syn knibbels. Dy liet er oan syn heit sjen doe't er nei ûnderen gong. 'Sjoch. De stienpûsten binne allegear fuort. Der binne allinne wat pearse plakken oerbleaun.'

'No,' sei syn heit. 'miskien is it jongesfergif einliks útwurke yn dij.' It duorre tsien dagen foar't er wer sterk genôch wie om te melken.

De Frank Westings kamen op besite. In skoftlang wie Free net wis oft er wol spylje koe. It hurde plak yn syn side wie der noch altyd, sa grut ûngefear as in walnút, dat hij begûn rêstich. Doe't er nei it honk draafde, fernaam er dat er net mear hurd rinne koe. Johnny Westing helle him maklik yn. Dêrfoar hie er Johnny altyd ferslein bij it hurddraven.

In pear dagen letter bea Free oan de hynders foar syn heit te heljen. It ferbjustere him te sjen dat Dick him der maklik útrûn achter yn it greidstik. Hij krige gjin inkelde kâns om him te stopjen. Dick gong him foarbij as stie er sels suver stil. Slimmer noch, syn knibbels dienen him sear.

Alfred moast úteinlik komme om him te helpen. Doe't se tegearre achter de hynders oanrûnen, foel it Alfred op dat Free mei de foet loek. 'Do rinst as in âldkeardel mei weakkebôleknibbels.'

'Dat jongesfergif liket nei al myn lidden gongen te wêzen.'

'No, opgroeiende jonges ha gauris groeipinen. Do groeist der wol oerhinne.'

'Mar ik ferslaan Johnny Westing noait wer, heit.'

Ada wie yn it stikje bou oan de noardkant fan de beammantel wat jirpels oan it dollen. Se hearde wat se seinen. 'Ik hie ek groeipinen doe't ik sa âld wie, jonge.'

'Duorre dat lang foardat mem dêr oerhinne wie?'

'Ungefear in jier. It wie o sa pynlik.'

Barry Simmons en Alfred wienen oerienkommen om elkoar dy simmer te helpen bij it nôtloegjen. De âldste dochter fan Barry, Frances, en Free moasten de slepen lade. Alfred stiek op en Barry loege. Alfred wie yn alle opsichten likegoed as loeger, mar Barry koe fierwei it bêst prate, dat eintsjebeslút die Barry it loegjen, boppe op de bulte. Loegjen wie fierwei it lichtste wurk. De loeger koe de hear úthingje, as er dat woe. De opstekker moast ûndertusken net allinne de skeaven opstekke fan de sleep, mar moast him ek noch dêr delflike dêr't de loeger him op de bulte ha woe. En de skeaf koe mar better presys fan pas delkomme, krekt foar de loeger, mei it ûnderein nei bûten ta en it boppeste nei binnen. Alles wat de loeger dan noch dwaan hoegde, wie him teplak triuwe mei syn trijtinefoarke en him deltraapje.

As Alfred loege, dan liken syn kant-en-kleare bulten presys op in aai dat op syn stompe punt stie. As hij de lêste skeaf boppe-op teplak flijde, dan koenen wyn noch reinwetter de bulle folle skea dwaan. As hij him boude, dan hold er de midden heech. Op dy manier bleauwen de koppen fan de hjouwer, oan de binnenkant set, altyd koarkdroech. Se azemen ek presys goed en soenen letter perfekt droegje en dan goed smeitsje foar de hynders en de kij.

Barry boude syn bulten krekt sa, mar sinent seagen der úteinlik mear út as in piramide. Dy koenen ek it waar goed trochstean. Alfred en Barry wienen in moai stel. Alfred wie langliddich, mei lange earms. Barry wie in lyts en dûbel mantsje, mei koarte earms. Alfred woe altyd de skeaven fuort omheech ha, Barry mocht graach no en dan even lins nimme. En om der wis fan te wêzen dat er dy kâns ek krige, fertelde er goare ferhalen, dêr't Alfred sa slop fan laitsjen troch waard, dat er even gjin skeaven omheechsmite koe.

Der wie sels in ferskil yn it selsbroude bier dat dy twa foar de ûngetiid makken. Alfred syn bier wie sa helder as reinwetter, gjin grom yn 'e flesse, en as it yn in kop getten wie, bleau der in skomkop op sitten mei fine bûltsjes, wylst Barry syn bier gauris in griene skomkop hie, mei minstens in tombreed besinksel, en dat soarge foar allegear problemen as de flesse iepen makke waard. Eigenlik moasten je in brune flesse fan syn bier iepenmeitsje yn in molkbus, dêr't er feilich ûntploffje koe. Gelokkich bleau de kop op Barry syn bier der net lang op sitten, en je koenen al gau it saksearre bier yn in kom jitte om op te drinken. Alfred syn bier liet jo eagen wat trilje bij de eachhoeken, mar jo koenen der wol noch gewoan fierder om trocharbeidzje, wylst troch Barry syn bier jo hoarizon even as in top begûn te draaien.

Barry fertelde meastal sterke stikken. 'Der wie ris in dronken keardel. Op in nacht kaam der, krekt doe't er nei hûs ta gong, in swiere tongerbuoi opsetten. It reinde sa fûl dat de goaten al oerrûnen, doe't er noch mar ien strjitte ûnderweis wie. Skodholjend strompele er troch yn 't reinwetter. Hij moast noch ien strjitte fierder, doe't er betocht dat er better even stoppe koe om te wetterjen. Oars helle er it net. Dat hij helle syn ding foar it ljocht en liet it dêr op 'e strjitte fleane. No jong, it wie tafallich sa dat er dat nêst in wetterspuier fan in winkel dien hie. Dy rûn fansels troch, lang neidat er sels al klear wie. Hij wist net hoe't er it hie. Hjir tocht er dat er al klear wie, mar oan it lûd fan it fallend wetter te hearren wie er noch oan it pisjen. Noch wat skodholjend wachte er en wachte er dat it ophold. Mar lang om let krige er dêr skjin syn nocht fan en hij seach op 't lêst omheech nei de drippende himel en sei: 'O Heare, moat ik hjir oant yn alle ivichheid stean te pisjen, allinne omdat ik fan 'e jûn dronken wie?'

Alfred moast even op syn foarke hingje te laitsjen. En Barry koe fansels wer even útpûste.

Barry mocht ek graach poche oer syn hynder Colonel, in swarte Percheron. Colonel, sa sei er, wie elk hynder yn de fallei de baas bij it lûken. ‘Ik sil dij sizze. Ofrûne hjerst woe ik in grouwe reade stien út myn súdlike fjirtich fuort ha. Dêr bleau myn ploege hieltyd achter heakjen en dan briek de punt, en dêr hie ’k myn nocht fan. Dat ik groef der helendal omhinne, heakke der in swier ketting omhinne en helle Colonel om him der foar mij út te skuorren. Alf, dy reade stien wie gewoan te grut om te bewegen. Want foardat Colonel him sels mar in heale sentimeter beweegd hie, briek er de sile. Om krekt te wêzen, hij hat mij trije fan dy dingen brutsen. Uteinlik ha ik him in ekstra dikke sile fan in eskentûke makke, ien dêr’t ik wis fan wie dat er dy net brekke koe. Sa tsjok ûngefear. No jonge, Colonel skuorde en skuorde. Hij gong der sa plat foar lizzen dat je fan de punt fan syn earen oer syn rêchbonke hinne oan syn achterhakken ta in rjocht lytsje spanne kinnen hienen. Skuorre? No man, hij skuorde sa fûl, syn kûntgat stiek sa fier nei bûten ta, dat ik der wol tsien kraanlearkes ôfknippe kinnen hie. As ik dat wollen hie, fansels.’

‘O, kom no,’ barste Alfred út. Barry hold even op mei it wurk en stoarre Alfred mei syn spesjale komise blik oan, as dage er Alfred út om it net te leauwen. Doe koe Alfred úteinlik net mear en moast er laitsje. ‘Barry, Barry.’

Se loegen earst de betide hjouwer op beide pleatsen, doe de lette. Tsjin de tiid dat se de lêste kear nei Barry ta gongen foar de lette hjouwer, wienen Alfred en Barry, en Free en Frances alle fjouwer lid wurden fan in glêdwurkjend team. Free en Frances slagge it altyd om de folgjende lading it hiem op te riden as Alfred de lêste skeaf omheechsmiet fan de sleep dêr’t er op stie.

Free hie earst net sa wis west oft Frances it wol bijhâlde koe. It wie in famke. Mar se ferbaasde him. Har heit hie in groujonge fan har makke. Se koe goed mei in gripe omgean. As hij en Frances oan in wurdze stûken begûnen, wurke Free meastal foar har út en smiet er de earste fjouwer skeaven fan in stûke op ’e sleep, wylst Frances achter him oan de lêste twa fan de stûke naam.

Alfred en Barry neibauwend fertelden Free en Frances ek ferhalen. Frances har ferhalen rûnen altyd op in taspiling út dat se wol dwaan woe wat Gertie Young mei har broers die. Free syn ferhalen gongen almeast oer honkbal. De taspilingen dy’t Frances makke, wienen wol bestege oan Free en hij frege him soms ôf hoe’t er it no oanpakke moast om it mei har te dwaan. Hij koe miskien, as se in kear boppe op de lading krûpt wienen om nei hûs te riden, in kear fan in skeaf ôfglide en

boppe op har falle, en dan koenen se it yn de muffichrûkende hjouwer dwaan. Gjinen koe har dêr op de lading sjen.

Free wurke it leafst op de pleats fan Barry. Al wie it allinne mar omdat syn mem en de bern dan syn putsjes dienen en hij en syn heit dat net hoegden. Mar it bêste wienen noch de appels. Barry hie in soad wylde appels yn syn hôf en dy wienen krekt oan it rypjen, noch wat grien mei in skymke read derop. Ynleine wylde appels wienen lekkerder as ynleine parren. Mar rau opiten wienen se soerswiet. Oer in wike soenen se te weak wêze. As Free en Frances troch de beammantel rieden, boppe op de lading gouden skeaven sittend, joech Free de leien oan Frances en dan griep er op knibbels sittend in goed hânfol wylde appels, genôch om syn bûsen mei fol te stopjen. Op in dei iet Free, behalve de al grutte ûngetidersmiellen, seisenfyftich fan dy appeltsjes, alles opkôgjend behalve it stâltsje. Hij stoppe it appeltsje ûnder it foarkjen yn 'e mûle, om mar gjin tiid te fergriemen. It wie in wrâldrekord. Frances fûn dat o sa grappich en fertelde dat oan Alfred.

Dy skodholle. 'Watte? Do ytst al dy appels krekt neidatst dy aaklike pine yn 't liif hân hast? Do fregest om problemen.'

'Ik fiel mij poerbêst, heit. Alles docht it wer earsteklas.' Dat wie wier. Sels de hurde walnút yn syn rjochterside wie fuort.

Op 'e lêste dei hienen Barry en Alfred noch ien flesse oer fan Barry syn swiere thúsbroude drank. Dy besleaten se te bewarjen oant se de lêste skeaf omheechsmitten hienen. Dan soenen se allegear in swolch nimme om dat te fieren.

Alfred stiek in ljedder omheech, sadat Barry de lêste skeaven mei de hân teplak lizze koe. De punt op in bulte pleatse wie altyd in wibelich putsje. Barry stie op de boppeste trime en beweege mei de hoedene maneuveld fan in diaken dy't yn tsjerke mei in ponkje bij in lange bank lâns rikte. Doe't de lêste skeaf plat teplak lein wie, ferankere Barry alles mei lange stikken paktou, dy't mei in pear skeaven ferswierre wienen.

'No,' sei Barry, 'sûnder bonkebrekken nei ûnderen.' Alfred stiek in hân omheech tsjin it achterst fan Barry oan om him bij de trimen del te steunen. Barry hie in brede barte en koarte tinne skonken. Alfred holp him de lêste stap op de râne fan de sleep te setten en hij wie feilich ûnder. Ienkear ûnder pjukte er de gripe yn 'e grûn en fage syn foarholle ôf. 'Pfff.' Hij rôle mei syn fleurige brune eagen. 'No dan, Frances, helje ús fjouwer bierkommen, wylst ik dy lêste flesse eigenbroud bier út de kuoller helje. En Free, gean do even nei binnen en freegje de frou om in molkbús.' Free kaam even letter weromdraven om te sizzen dat de molkbussen fol wienen en op de molkrider stienen te wachtsjen.

'Ferhip.' Barry seach nei it amerrak. 'Hmm. Ik sjoch dat de frou de wasktobbe te droegjen delset hat. Helje dy mar, Free.'

‘De wasktobbe?’ sei Alfred. ‘Dêr’t jim jim yn waskje?’

‘No Alf, de frou mei dan wat batsk wêze, mar ien ding is se net, en dat is smoarch.’

Free helle de wasktobbe. Dy wie galvanisearre en grut. Barry krige de brune flesse oan fan Frances, helle syn kombinaasjebûsknyft foar it ljocht, en knipte de flesse-iepener omheech. Mei it gesicht ôfkeard, en mei in opkroljende laits op ien fan syn troch de sinne ferbrânde rûne wangen, hold er de flesse yn de tobbe nei ûnderen.

‘Achterút, jonges, dêr komt it.’

Alfred, Free en Frances dienen in stap tebek.

Barry wipte him mei de iepener iepen. Mffff! Der spuite in stroom skom tsjin de boaiem fan de wasktobbe oan, en brûze doe as in woeste draaikolk omheech.

‘Godskes!’ rôp Alfred. ‘Dat spul is wol ferdulde sterk.’

Barry lake. Hij skodde de lêste skomflokken derút. De tobbe wie strikend fol mei springend liljend skom. Wat in gesicht. Der hong in hearlike rook fan eigenmakke bier. Mei in swierige earmswaai pakte Barry ien fan de bekers, krekt as wie er in kastlein yn in kafee. ‘No, Alf, âlde, hoefolle wolst? Hast wol in folle beker fertsjinne, net?’

Alfred striek de laits fan syn gesicht. ‘Ik nim in tombreed.’

‘In tombreed?’

‘Jawis. In tombreed yn in wasktobbe.’ Barry stie krom fan ’t laitsjen. Uteinlik moast Alfred syn eigen beker foljitte, troch de tobbe skean te hâlden.

Om dy tiid hinne kaam beppe op besite. Pake Stanhorse koe net komme, dy moast thús de tsjerke beheare. Ada besleat dat beppe bij Free sliepe moast. Beppe sei dat se net allinne yn de útfanhuizerskeamer sliepe woe. Se moast nachts ien yn deselde keamer bij har hawwe. Free hold wol fan syn beppe en koe dus net bêst nee sizze. Mar bij har sliepe wie in kwelling. Se snoarke.

De twadde nachts dat beppe der wie, waard Free mei in skok wakker. It duorre even foar’t er beseftte dat se net sykhelle. Hee. Hij sliepte bij in deade. It wie har deagean dêr’t er fan wakker wurden wie. It hier op syn earms stie rjocht oerein. Hij hold sels ek op mei sykheljen en lei dêr even ferstive. Beppe dea? Doe, foardat er sels wer ûntteie koe, en nei ûnderen roppe om help, beweegde it swiere lichem fan beppe ien kear huverjend, en begûn it wer te sykheljen. Dat die se sa’n fiifentweintich kear heel fluch troch nei lucht te gapjen. Se klonk krekt as syn heit syn âlde 4pk-motor. Free ûntspande en begûn ek wer te sykheljen.

Wat wie der mis mei beppe dat se ophold mei sykheljen? Hie se in swak hart? Miskien wie har earste man, Alfred, pake Engleking,

weromkommen om har yn 'e sliep te ferskinen, har sizzend dat er it net lije mocht dat se har âlde koster, Garland Stanhorse, troud hie, dat dy man ûnder har stân wie, dat sij út in better laach kaam. Krekt goed, as pake Engleking har dêrmei pleage. Hoewol't de nije pake in aardige man wie.

Free lei nei har geweldich djip sykheljen nêst him te harkjen. Der wie gjin ferklearring foar. Se skokte en draaide sels noch slimmer as Swalker altyd yn 'e sliep dien hie, as er kninen neisitten hie. Sa'n tsien kear wie Free der wis fan dat se dea wie. Se wie sa lang opholden mei sykheljen, dat er úteinlik bij himsels tocht: 'Ja. Dat is it. No hat se it dan dien. Op dit stuit stiet pake Engleking har bij de himelpoarte op te wachtsjen. Ik kin mem no mar better roppe.' Mar dan beweegde it grouwe lichem wer huverjend op en del en begûn it wer te sykheljen.

Wat in nuver persoan wie beppe eigenlik. Hij hie wierskynlik de frjemdste en geweldichste beppe fan heel Siouxland. Wylst er dêr lei te glimkjen, begûn syn beppe wer mei ien fan har oanfallen. Hij woe syn eigen sykheljen ris mei har fergelykje, om te sjen hoelang't se dêrsûnder koe. Fiif. Tsien. Fyftjin. Hee, allemachtich. Nêst him swolde har liif stadich op. It like ek waarm te wurden, as in gleone fulkachel. Doe't er bij de tritich kaam, ferdwûn de laits fan syn gesicht. Gjinen koe sa lang sûnder azem en it dan oerlibje. Dat koe gewoan net.

Yn it skoalboek oer hoe't je ien rêde moasten dy't ferdronk, stie dat fiif minuten de grins wie dat in minsk sûnder lucht libje koe. Hij gong troch mei syn siken te tellen. Fjirtich. Fyftich. No hie se it dan echt dien. Lang genôch stoppe mei sykheljen om te stikken. God noch ta.

Hij swaaide de fuotten oer de râne fan it bêd. Syn maneuvels makken wat yn har geande. Har tsjokke lippen haptten ynienen wietich nei lucht.

'Etsjûu.' In swiere huvering gong har oer de lea. Doe stuitere se op en del as in hynder dat syn berider ôfsmyt.

Bam, bam! Under har bejoech it bêd it en Free waard weromsûgd, it bêd yn, en dêr gongen se beide. Tegearre sloegen se mei it achterein tsjin de flier.

'Wat? Wat?' rôp se, wekker wurden. 'Wat is der te rêden? Hearken, ik bin toch net yn it húske fallen. Sa mei de knibbels om myn holle?'

'Beppe, beppe,' rôp Free. Hij besocht om út de kûle wei te klimmen dêr't se ynsakke wienen. Mar dat slagge net earlik. 'Is alles goed mei beppe?'

'Wat is hjir te rêden, jonge?'

'Ik tink dat it de latten binne. Dy binne ûnder ús stikken gongen of derút fallen.'

'O Heare, wat no? En hjir lei ik noch wol te dromen dat ik yn it

hjrneimels wie en mei Alfred psalmsong en yn in steat fan grutte loksilligens libbe.’

Op de trep klonk Alfred syn stap. ‘Wat wie dat dêr?’

Beppe hold de siken yn. En flústere doe gau: ‘Ssst. Neat sizze.’

Free flústere werom: ‘Wêrom net?’

‘Ik wol net dat jim heit hjir komt en mij sa dûbelgear sitten sjocht.’

‘Ssst,’ flústere se wer. ‘Niks sizze no. We meitsje dat bêd sels wol ynoarder.’

Alfred stie dat swijen net. Hij kaam mei in lampe de trep op. Fuort doe’t er seach wat der te rêden wie, barste er yn laitsjen út. Beppe wie liik. Sûnder har bril koe se net sa goed sjen, en se knypeage hieltyd tsjin de lampe dy’t Alfred fêsthold. Se like krekt in grut grou skiep dat yn de trôge betrape wie. De oare bern waarden ek wekker. Se sieten rjochtop op bêd, knypeagjend nei dêr’t Free en beppe yn in grut gat op har bêd sieten.

Alfred hie himsels op ’t lêst wer yn ’e macht. ‘No, jim kinne mar better út bêd klimme, dan kinne we de latten wer teplak lizze.’

Free swaaide de skonken omheech en it slagge him om derút te kommen. Dat wie oars mei beppe. Dy siet te djip fêstknypt om der út harsels út komme te kinnen. Se begûn Alfred te beskrobjen. ‘Na, kinst dan net sjen dat ik hjir yn ûnmacht lis, do grutte loebes? Jou mij in hân en lûk in earm skepsel omheech.’

Alfred moast wer ôfgryslak laitsje. Hij stapte tebek om de situaasje te besjen. Ada kaam de trep ek op.

‘Wat yn ’e frede ...’ Se stoarre. Stadich skuorde se yn it lampeljocht de eagen wiid en blau iepen. ‘Mem!’

Free moast laitsje.

Dat die beppe net. Se stiek har twa dikke hannen nei foaren. ‘Toe, jim twa, Ada, Alfred, krij beet en rêd mij út dizze aaklike situaasje.’

Op ’t lêst, pûstend en skuorrend, en mei wat gelok, slagge it om beppe út de holte yn it bêd te helpen. Nei noch wat lake te hawwen kroep Alfred ûnder it bêd en lei er de latten wer teplak. Om der wis fan te wêzen dat it bêd ûnder beppe net wer ynstoarte soe, helle er har âld hutkoffer en skode dy ûnder it bêd. Dat paste krekt. Dat makke it bêd justjes hurder, mar wol feiliger.

Free lei yn it gers op syn favorite heuvel yn de greide. Hij seach nei de út it westen oandriuwen kommende hingelwolken. Dat wienen loftskippen út in oare wrâld. Sa’t er wol gauris die, ferfoel er wer yn ien fan syn âlde deidromen, wêryn’t er derop útteach om de wrâld te feroverjen. Hij en de buorjonges soenen earst har eigen stêd feroverje, dan de stêden út de omkriten, dan de haadstêd fan de streek, Rock Falls. As

se dy ienkear yn 'e macht hienen, soenen se dêrnei gewest nei gewest de steat Iowa feroverye, oant se einliks opmarsjearje soenen nei de haadstêd, Des Moines. Man, man, wat soe de gûverneur fan Iowa ferbjustere wêze as er op in moarn op de trep fan it regearingsgebou twa fleugels fan in jongesleger fan it plattelân sjen soe dy't easken dat er him oerjoech. De gûverneur soe dêr mar nei keizer Alfred Alfredson VII stean te stoarjen. Syn eachhoeken soenen wat trilje en der soe te sjen wêze dat er siet te prakkesearjen op in manier om de presidint fan it lân noch witte te litten fan de nije bedriging -

‘Soa, sitsto hjirre. Jonge, jonge, ik ha rûnom om dij socht.’

Free stiek in hân omheech en seach dêr omhinne. Dêr stie syn heit tusken him en de sinne. Hij like krekt in monumint. ‘Is der wat?’

‘Is der wat? Der moat in hele lading dong út it keallehok weihelle wurde en do bist krekt de man om dat te dwaan.’

Free herinnere him wat wurden fan dy moarns oer dat er it keallehok úthimmelje moast. Hij waard al mislik as er dêroan tocht.

‘Jonge, jonge, ik ha gjin ferlet fan in grutjonge as dij dy’t de hele dei wat omlummelt en nei de loft stoarret en neat útfret. Do bist no tolve en it wurdt tiid datst dyn bijdrage leverst.’

Free gong stadich rjochtop sitten, mei de earms om de knibbels.

‘Doe’t ik sa âld wie, jonge, doe berêde ik foar Charlie Pullman suver allinne de hele pleats.’

‘Dat wie doe, heit.’

‘Kom oerein en oan ’t wurk. Ik ha dyn hynders al foar de dongstruier spand. Alles watst noch dwaan moatst, is de gripe te krijen en begjinne te dongstruien.’

‘Wêrom kin heit dat net dwaan?’

Alfred stûke even bij it rinnen. ‘Wat seist mij dêr?’ Free klaude oerein.

‘Jonge, ast geboaren west hiest yn de famylje fan dikke John, dan hiest al dagen fan tolve oeren fan echt swier wurk foar dyn rekkening nommen. Dy jonges fan him binne al prima arbeiders. Do witst bliksemse goed dat hij dij noait sa yn it gers lizze litte soe om sa de godgânske dei te ferdromen.’

Free liet de holle sakje.

‘En do kinst mar better dyn wurkskuon foar ’t ljocht helje. Dy kealledong is frijwat skerp. Dy fret noch slimmer as batterijsoer oan dyn bleate fuotten.’

Free begûn nei hûs ta te rinnen.

Alfred rûn in pear stappen achter him. ‘Man, man. Wat in gedoch om dij te finen. Wat diest dêr de hele tiid yn it gers?’ Hij stelde dy fraach as ferwachte er dat er him betraapje soe op ien of oare ferkearde hanneling.

‘No, as heit dat witte wol, ik wie de hele wrâld oan it feroveryen.’

‘Op dyn rêch?’

‘Ja.’

‘No, do en dyn pake mei jim idioate ideeën.’

‘Pake Alfredson wie in grut man.’

‘En jim heit net, dan?’ Free swijde. Hij liet de holle noch wat mear sakje, wylst er foar syn heit út sjokte. Hij hie de earms om syn boarst hinne.

De kealledong wie taai. Meastal foel der hea út ’e keallekrêben oer de grûn, en as de dong dêr lang genôch oerhinne kaam te lizzen, en de hele winter troch de keallen plattrape waard, waard it sa taai as âld lear. Free brûkte earst in fjouwertine gripe. Hij pjukte nei it giele fêstplakte spul, skuorde der út alle macht oan, mar koe der net folle fan los krije. It iennige dat er loskrije koe, wienen in stik as wat stringen stjonkend strie oan de râne fan it hok. Nei in healoere hie er de dongstruier noch mar foar in fjirde fol en wie er wringende wiet fan it swit. Undertusken stienen de skimmels, Polly en Nell, bûten nei de miggen te swypkjen.

Hij prebearre dêrnei de jirpeligripe mei syn messkerpe punten. Dy snijde wol wat better troch de fêstplakte troep hinne, mar makke tagelyk de hompen hast te swier om yn de struier te smiten. Hij moast de grouwe stikken oer de flier skowe en dan út alle macht mei faasje deryn smite. It wie leabrekend wurk. Hij die dat mei seis stikken en hie doe syn nocht. Hij smiet de jirpeligripe op it bûthúspaad en helle dêrnei de healodde fan syn heit. Mar dat wurke ek net echt. De punt fan de lodde wie te rûn.

‘Ferdomme, ik helje de bile. Ek al kap ik myn teannen derôf en spylje ik noait wer honkbal. Lit stean heel Iowa feroverje.’ De bile help om de fêstplakte dong yn stikken te kappen, mar hij moast noch altyd elk stik fan de betonnen flier loswrikke, en dat wie as moast er oanbrând fet út in briedpanne skraabje.

Nei in healoere fan stinnen en wrotten hie er noch altyd mar in heale lading. ‘Ferdomme, dit is noch slimmer as wat dy bajesklanten dwaan moatte as se yn ’e bak sitte.’

‘Is it echt sa dreech?’ sei Alfred ynienen achter him. Free sprong hast in foet omheech.

Alfred pakte de fjouwertine gripe en besocht it ek. Dat gong him aardich ôf mei de stikken dy’t Free al mei de bile loskapt hie. Mar doe’t er it noch net loskapte stik oanpakte, fergong it him net folle better as Free sels. Nei in pear minuten begûn er te switten en doe te flokken. ‘Potfergemy, ik wie fergetten hoe taai dat spul is.’

Free woe fan ‘ja’ sizze, mar doarst dat net helendal. Alfred stinde en wrotte derop los. Hij raamde op de kealledong om as in woeste buldoch

dy't oan in âld kowehûd skuorde. It slagge him om ferskeidene hompen los te meitsjen en yn de struier te tillen. Free stie dernei te sjen. Trochwiet fan swit stie er noch wat nei te pûsten.

Op 't lêst smiet Alfred de gripe oan kant en foel er derop oan mei de jirpeligripe. 'Dy kealledong sil hjirwei of ik hjit net fan Grutte Pier.' It gong him mei de jirpeligripe better ôf, want hij hie genôch yn 'e bouten om dat slagje te litten. Dat fereaske in sterke rêch en machtige earms. Alfred wie yn steat om yn koarte tiid sa'n tsien gripefolen fuort te smiten. De dongstruier wie al gau fol. Free wie tankber foar dy help.

'Dêr dan, ferduld noch ta,' sei Alfred. 'Sleep it fuort. En ast werom bist, rop mij dan en dan help ik dij mei de folgjende lading. Ik fernim dat dit te dreech foar dij is. Sels Johnny Engleking hie dat spul net lade kinnen.' Hij fage mei in reade bûsdoek it swit fan syn gesicht. 'En piiiû, wat in stank. Der is op 'e hele wrâld gjin slimmer stank as keallestront.'

Stinnend en kappend en derop omramend wienen Alfred en Free om trije oere klear mei it útmjuksjen fan it keallehok. Tegearre ieten se wat brochjes mei droech fleis en dronken se wat koele limonade.

Doe, fuort dêrnei, hie Ada in putsje foar Free. It wie tiid om wer te tsjernjen, sei se, en as Alfred har âldste jonge foar it wurk yn 'e skuorre brûke koe, koe sij him wol brûke foar it wurk yn 'e hûs.

Noch mear swier wurk dy deis?

Beppe siet yn de leunstoel ûnder de appelbeammen mei de waaier te wapperjen. 'Wat? In grutjonge as do dy't swart sjocht omdat er in bytsje wurk dwaan moat? Kom, do bist no hast in man en echte manlju kleie nooit oer in putsje lykas it tsjernjen.'

Ada hie de tommeltsjerne al ûnder de tichtstbij steande eskenbeam delset. Dy wie teminsten makliker te hantearjen as de âlde polstsjerne. Mar it wie sa'n ferduld ferfelend putsje. Je draaiden en draaiden mar, oant it like dat der in ieu foarbijgien wie foardat de molke yn bûter feroare.

Hij hie der al tsien minuten mei oan 't wurk west, en de molke klotste binnenyn noch altyd hinne en wer, doe't him ynfoel wat him te dwaan stie. Hij oertocht dat idee noch ferskillende kearen wylst er trochdraaide. Doe, koartôf, ferkundige er de wrâld, mei ynbegryp fan beppe: 'Ik rin fuort.'

Beppe hold de waaier stil. 'Goed. Rin mar fuort nei it âlde lân en dan gean ik mei.'

Free waard kjel. 'En pake Stanhorse dan?'

'Dy nimme wij fansels mei.'

Free tyspele wat mei it houten hânfet fan de slinger om. 'No, hoe dan ek, oft jim meigean of net, ik rin fuort.'

Beppe liet har pearse Japanse waaier op har boarst falle. 'Wêrom dan?'

‘It is hjir allinne mar wurk en gjin boartsjen. Mei pine yn ’t liif en diarree der noch bij. En ik wol nei in plak dêr’t je aardichheid ha kinne oan it wurk. Sa’t omke John it wurk foar himsels makket. Sadat je der aardichheid oan hawwe.’

‘En jim heit docht dat net?’ Free die de tsjerntûne iepen en kipe deryn. De molke wie noch helendal net ta lytse klútsjes bûter stjurre. ‘Heit jout allinne mar opdrachten.’

‘Ja, jim heit is omke John net. Jim heit hat mij al faak kwetst.’ Beppe suchte in âlde sucht. ‘Hij wie net myn earste keuze foar in skoansoan.’

‘Hoe dan ek, as ik mei dit tsjernjen klear bin, dan naai ik út.’

‘Dat soe ik mar net te lûd roppe, jonge. De Heare wol toch datst nei dyn âlden harkest.’

‘Kin mij neat skele as Er mij heart. Ik ha myn nocht hjir te wenjen.’

‘Wêr giest dan hinne?’

‘Ik wol ergens in eilân sykje. Alde Willems, de pelsjager, seit dat der yn de woeste Missouri bij it Duvelsnêst in moai eilân is. Echt wyld.’

‘In wyldernis fol wylde swinen dan.’

‘Tink ik.’

Beppe begûn wer mei de waaier te swaaien. ‘No, ik leau datst op dit stuit mar better dat tsjernjen dien meitsje kinst.’

‘Der is hjir yn ’e buert niks om nei út te sjen, beppe.’

‘Dat haw ik ek altyd al sein.’ De wâlen ûnder har eagen waarden read. Se begûn wer oan de fertrietlike tiden te tinken. ‘Mar jim pake Alfred, o ja, dy wist it better. Mij weihelje bij al myn beminden en myn spul wei. O ja, hij wist it better.’ Stadich beweegde se de waaier hinne en wer.

‘No beppe, ik fyn Amearika wol bêst. Allinne, dit spesjale plak fyn ik mar neat. Boppedat, heit is myn echte heit toch net.’

De wâlen ûnder beppe har eagen loeken strak. ‘Fan wa hast dat?’

Free seach dwers troch syn beppe hinne. ‘Alvin Ravenhorse is dan net myn heit?’ Beppe makke in nuvere beweging mei har swiere boarsten. ‘Alfred jonge, hoelang al hasto soks tocht?’

‘No beppe, dat tink ik soms.’ Hij lake even grimmich. ‘As ik lilk bin.’

Beppe sloech de eagen nei him op. Earst skodholle se, en dêrnei knikte se bij harsels. Free pakte de slinger beet en begûn wer te tsjernjen.

Dy jûns, doe’t Alfred bij de iterstafel fleurich en blier siet te praten dat it der nei út begûn te sjen dat se toch noch in goede simmer krije soenen, ûnderbriek beppe him mei te sizzen: ‘Ja ja, Alfred, do kinst dyn stoflike rykdom groeie litte sast wolst, mar dat makket dij yn ’e eagen fan de Heare net better, salangst in soan hast dy’t fuortrinne wol.’

Foarken kletteren op de boarden, dy fan Alfred it lûdst fan allegearre.

Free seach syn beppe kwetst oan. Hij hie krekt in grutte hap út in stik bôle mei farske bûter en kersejam nommen. Hoe koe se no oer him klikke neidat se tajûn hie dat se syn heit ek net lije mocht? Se hie him ferret.

‘Us Free wol fuortrinne?’ sei syn heit. Beppe knikte. ‘Dat hat er mij sels ferteld.’

Ada lei de hannen swijend nêst har board del. Se streake har gouden hier nei achteren. ‘Wie it dan tefolle frege om wat bûter foar mij te meitsjen?’

‘Ja,’ sei Alfred. ‘Bûter dyst krekt op dyn bôle smaard hast? Smakket dy bûter net better ast witst datst it sels tsjerne hast?’

Beppe beweegde de holle as in klok hinne en wer. ‘O beppesizzer, jonkje, bettere âlders hie God dij net jaan kinnen, sels al hiest derom bidde kinnen.’

Free seach brimstich nei syn beppe. Dy âlde grouwe ferriedster. Nei alles wat er útstean moatten hie bij har op bêd, dat stûkjen fan har sykheljen as wie se dea - wat hie er derfoar weromkrigen?

Ada seach him trystich oan. ‘No, ik freegje dij mar net wer om wat foar mij te dwaan. Ik prebearje mij tenei wol sûnder dyn help te rêden.’

De grutte hap bôle yn syn mûle lei as in learen want dwers oer syn tonge hinne.

‘Ja,’ gong syn mem troch, ‘as ik der net mear bin, dan silst mij misse. En dan sil it dij miskien spite datst net better dyn bêst dien hast om wat foar jim mem te dwaan, doe’t se noch yn libben wie. Miskien silst dan betinke dat it toch net safolle muoite wie.’

Free winske dat syn mem net sa prate. Hij besocht de hompe bôle troch te slokken, mar dy woe mar net sakje.

Ada sleat de eagen en seach ynwindich omheech. ‘O Heare, ûntfang mij op jo tiid; ik bin der klear foar.’

Alfred krige de foarke wer op. ‘Sei dy jonge fan ús werklik dat er der oer neiprakkesearde om fuort te rinnen?’

‘Och,’ sei beppe, lang om let Free even oansjend, as om te sizzen dat it har spiet dat se klikt hie. ‘Dat wie eigenlik mar jongespraat. Jim witte hoe’t dat is op dy leeftyd.’ Se seach Alfred even op har dryste manier oan. ‘Doesto in jonge wiest, tochst der ek in kear oer nei om fuort te rinnen, toch?’

‘No, mar miskien hie ik dêr in bettere reden foar, mei in deade mem en in heit dy’t fan fertriet sa fan slach wie, dat er net wist wat er die.’

‘Dat do hast der oait oer neitocht?’

‘Moat ik dat tajaan?’ sei Alfred.

Bij de tredde kear slagge it Free om dat stik bôle troch te slokken.

Free hie sa no en dan wolris in fleanmasine oer har pleats fleanen sjoen. Meastal wie it in twadekker mei in passazjier fan Sioux City nei Sioux Falls. Iderien hold op mei it wurk as se in fleanmasine oankommen hearden. Alfred seach der mei ferbazing nei, as se dêr as in sweevjende hauk oerhinne saaiden, en Ada skodholle en sei dat se tocht dat, as it de bedoeling wie dat minsken fleagen, de leave Heare har dan wol wjukken jûn hie om mei te fleanen.

Free fûn se prachtich. Hij wie al oergeunstich op de fûgels en woe wol dat er in kear ticht bij in fleanmasine komme koe om te sjen hoe't it wurke. Op in sneontemoarn betiid naam Alfred Free mei nei Sioux Falls om wat ûnderdelen te keapjen foar har âld McCormick-Deering skeavebinner. Dêr wienen se gau klear mei.

Doe frege Alfred him ôf oft se miskien net foar de grap even in oerke of sa bij de fleanshow sjen koenen.

‘Hee, heit, sill’ we dat dwaan?’

Alfred glimke nei him sa’t er foarhinne ek wol dien hie. ‘Jawis kin dat wol.’ Se rieden Sioux Falls oan de súdkant út, stieken de Grutte Sioux oer en sigesagen in steile bulte op, in langoed fan in rike skevel foarbij, dat ferburgen lei achter seringgen en hege dinnebeammen. Al gau kamen se bij in grut boerd dat op in hoeke stie. Free lies syn heit foar wat dêrop stie. ‘Fleanshow. Bewûnderje de Ferneamde Clarence Chamberlin dy’t Syn Libben Weaget troch op ’e Kop te Fleanen.’

‘Dat is it,’ sei syn heit.

Se seagen it yn it westen lizzen. In smel dykje fierde nei in iepen stik lân. Dêr stienen in pear tribunes dy’t al fol folk sieten, en lâns de râne fan in startbaan fan modder stienen fjouwer fleanmasines al klear. Alfred parkearde de Buick lâns de dyk. Se staptten út en betellen bij in poartsje har tagongsjild en foegen har hastich bij in kliber manlju en jonges achter in tou. De tribunes sieten foar in grut part fol mei froulju dy’t grutte brede huodden fêsthouden. In protte fan dy froulju droegen wite jurken mei donkere sjerpen. De manlju en jonges droegen foar it grutste part sneinske klean, en de manlju hienen de hoed achter op de holle skood om better omheechsjen te kinnen.

Alfred frege in man yn in soldatepak: ‘Wannear begjint it?’ De âld soldaat wiisde nei de fleanmasines op it lân.

In man mei puttees kladdere doe krekt yn in blauwe twadekker. Hij makke de helm en syn fleanbril fêst. Doe kaam der in twadde man út in skuorke wei en dy rûn nei de foarkant fan de twadekker, dêr’t er de propeller beetpakte. Dy rôp lûd en dúdlik fan: ‘Kontakt?’

De piloat knikte: ‘Kontakt.’

De man op ’e grûn loek in pear kear fûl oan it propellerblêd. Op ’t lêst klonken der in pear pop-popgelûden. Hij sprong achterút en it

propellerblêd begûn út himsels te skokken. It pop-pop-popgelûd waard in lykmjittich geraas en it propellerblêd ferdwûn yn in dizenich geflimer. De twadekker begûn te bewegen en hobbele oer âlde weinspoaren hinne. Der stode wat brune moude omheech doe't de propeller foarbijkaam.

De ekstra man help om de oare trije masines ek op te starten, twa twadekkers en in iendekker. De iendekker hie de wjuk boppe-op fêst. Mei har fjouweren makken de fjouwer motors in ôfgryslík kabaal. Al gau beweegden de fjouwer oer it stik lân hinne. It liken krekt swiere wespen dy't oer de grûn waggelen. Even letter begûn de earste flugger oer it ûngelikense lân te waggeljen, doe waard der wat fersteld yn de sturt en dêr gong it omheech, fan de grûn ôf, en hij sweefde stadich op in licht sigentsje. In lûdsprekker boppe de tribunes joech lûd. 'Clarence Chamberlin, dy yn de blauwe masine, makket no syn earste dûkflecht.'

Chamberlin sweefde mei syn fleanmasine heger as Free oait in ielreager nei it suden fleanen sjoen hie. Syn masine waard in stipke yn 'e loft en wie tsjin de blauwe loft mar amper te sjen.

It publyk wachte, lûd pratend.

De masine fan Chamberlin fladdere, begûn op syn side te fleanen, makke in bocht en skeat doe nei ûnderen. Rjocht op jo ôf like hij in kûgel mei wjukken. Wylst er grutter waard koe men de motor wer hearre, en it waard in lûd ratteljend geraas. Hij bleau rjocht op har ôf fleanen. Iderien die in stap achterút. Doe noch in pear. De minsken gongen yn ferskillende groepkes bijelkoar stean, en makken ferskillende paden foar de fleanmasine om trochhinne te fleanen, earst hjir, dan dêr, foar it gefal dat de piloat him net mear yn 'e macht hie. Doe rûnen de lju trochelkoar en dûkten se wat ynelkoar, de holle ek wat ynlûkend as swannen dy't yn in fiver ompeddelen. De kûgel mei wjukken waard sa grut as in stoomtsjettel. Op 't lêst koe men Chamberlin syn holle mei de wjerkeatsende fleanbril sjen. Doe kearde de bril him om, en de fleanmasine ek, en yn in feeche sakke de bril nei de grûn, leger en leger, oant Chamberlin syn helm op 't lêst hast de grûn rekke.

Free tocht: 'As dy masine net omheechgiet, dan snijt it heechste stikeltrie him de holle ôf.' De twadekker makke in bocht om lâns de tribune te fleanen. Froulju raasden. Jonges pipen. Manlju sakken yn 'e hoksen. Chamberlin draaide syn gesicht nei it publyk ta. Hij lake even fluch nei har. It sinneljocht spatte fjoer út syn bril. De twadekker gong streekrjocht op it stikeltriestek oan 'e ein fan it lân ôf. Free tocht wer: 'As dy masine net omheechgiet, dan snijt it heechste stikeltrie him de holle ôf.'

Doe, bij de lêste tel, beweegde der wat yn 'e sturt, de ferkearde kant út like it, en de fleanmasine gong omheech. Hij draaide wer om en begûn te klimmen, en Chamberlin wie feilich.

‘Godskes!’ rôp Alfred út mei in gjalp. ‘Wat in weachhals. Man!’

‘Hij die it maklik, heit.’

‘Ja, mei gelok.’

Al gau dêrnei fleagen de oare trije ek op ’e kop oer it fjild. It wie in geweldich gesicht. Mar iderien koe sjen dat gjinien fan de oare piloaten it lef hie fan Chamberlin. It leechste dat ien fan harren op ’e kop oer ’e grûn fleach, wie trije meter. Doe’t se lâns de froulju fleagen, raasden dy lang net sa lûd. Alfred en Free seagen in goed oere nei har keunsten. Doe sei Alfred dat der thús wurk op har stie te wachtsjen. Free gong mei tsjinsin fuort. Hij woe dat se tichter bij Sioux Falls wennen, dan hie er langer nei har sjen kinnen.

Free besleat om in fleanmasine te meitsjen. Yn pleats fan fuort te rinnen soe er fuortfleane. Sa yn ’e loft sweevjend soe it makliker wêze om it eilân te finen dat er socht. Alfred hie de dagen dêrnei net safolle putsjes foar him. Free ried mei Tip nei it giele klif en kapte twa jonge wylgebeamkes om foar de wjuk. Hij seach goed oft dy rjocht wienen troch se oer ’e grûn te rôljen, sa’t biljertspilers yn ’e stêd har keuen oer de platte griene biljerttafel rôlen. Hij bûn in trou om de dikke úteinen en sleepte se achter Tip oan nei hûs ta. Yn de iepen doar fan de masineskuorre fan syn heit sage er mei de sage en de saachbok fan syn heit de einen der netsjes ôf.

Hij fûn fjouwer trije meter lange balkjes fan twa bij fjouwer tomme trochsneed en kontrolearde se op oasten en oare swakke plakken. Dêr makke er in lang licht frame fan. Nei wat prakkesearjen besleat er om in nij soarte iendekker te bouwen. Yn pleats fan de romp ûnder de wjuk te hingjen, soe er de romp der boppe-op sette. Op dy manier soe er altyd bij it fleanen de wjuk sjen kinne as er nei ûnderen seach. Hij spande swiere jutesekken oer de twa wylgepeallen hinne en ferve se wyt mei wat ferve dy’t oer wie fan it hûsskilderjen.

Doe’t it frame en de wjukken klear wienen, fandele er in pear izeren tsjillen op út ’e troep fan âlde Gore. Dy tsjillen hienen likernôch in trochsneed fan ien foet en sieten noch oan de as. Se wienen wat ferrustke, mar mei in stevige spuit oalje draaiden se al gau wer as in liere. Hij makke se ûnder it frame fêst. Under de sturt makke er ek noch in landingsgestel fan in stik bânizer. Sa gau’t it frame op trije punten stie, begûn it derút te sjen as in fûgel.

Dêrnei kaam it lestige part, it meitsjen fan de sturtassemblaazje. Hij fûn wat plaatizer yn de bulte troep en snijde it yn twa stikken, in horizontaal stik om op en del te bewegen, en in rjochtop stik, om hinne en wer te bewegen. Hij makke dêr twa hefbomen yn, ien dy’t er mei de foet oanstjoere koe, en de oare mei in stjoerkneppel yn syn hân. De

pedalen soenen de masine nei links en rjochts hingje litte en de kneppel soe him op en del gean litte. De hefbomen makke er mei fjouwer stikken tou oan de sturt fêst. Doe't er op it dwersstik yn de romp sitten gong en oer syn skouder seach en de kneppel en pedalen prebearre, wie er o sa bliid om te fernimmen hoe goed oft de hele útfining it die.

‘Tsjong, wat goed.’

Mar in motor te krijen soe in probleem wurde. Foar de earste kear liet de bulte troep fan Gore him yn 'e steek. Der sieten allegear soarten oerwurken yn, mar gjin fuortsmitten motors. Op in moarn, wylst Ada yn 'e tún wie, wie er sa dryst en brûk de telefoan om in âldizerhanneler yn Bonnie te freegjen oft er in lyts motorke hie. Dy sei dat er dat net hie, mar dat er, sels as dat wol it gefal wie, soks noait oan in jonge jaan soe om him yn in sabeare fleanmasine te setten.

Ada har Fairbanks-Morse motor wie folle lytser. Dy soe der goed yn passe. It iennige probleem wie, dat as er dêrmei fuortfleach en in skoftke op syn eilân bleau, syn mem dan net op moandeitemoarn har wask dwaan koe.

Boppedat, dy motor wie frijwat sinnich. Dy woe net altyd starte. Fjirtjin dagen lyn noch hie syn mem it hjitte wetter en de sjippe en de klean yn de waskmasine, om dêrnei te fernimmen dat er der dy moarns gjin sin oan hie om te begjinnen. Ada hie besocht de choke te brûken, de bûzjy wat te ferstellen, de koppeling yndrukt en opkomme litten, fan alles. Mar hoe't se ek slingere hie, ien kear twa minuten achterelkoar, oant har gesicht pears oanrûn, hij woe net oanslaan, net iens ienkear wat ploffe. In pear kear, tusken al dat geslinger yn, hie se nei Alfred sjoen, dêr't er it luzernegers oan it meanen wie, en tsjin de loft praten as in wanhopige profeet: ‘O, Alfred, wat hasto mij oandien,’ en dan wie se der wer mei begûn. Free hie ek oan de slinger draaid, oant der op de palm fan syn hân blierren sa grut as bloedsûgers omheechsprongen wienen.

Op 't lêst hie Ada Free derop útstjoerd om syn heit te heljen. Dy kaam mei syn hynders oansjutteljen en harke nei Ada har klachten, de holle wat skean. Doe hie er even strak nei de motor sjoen, him in kear útflokt, dêr't Ada it mei iens wie, en de izeren slinger woest beetpakt en der oan draaid en draaid. Hij hie draaid en draaid, de hân oer de luchtpiip lein, de hân der wer ôfhelle, mar der hie neat te hearren west. Alfred hie ek in kear omheechsjoen en nei in fier plak stoarre, en as in profeet yn 'e woastyn roppen: ‘O Fairbanks en Morse, hearen, jim superplutokraten wêr't jim ek mar binne, jim ferdulde motor is it krûd net wurdich om him mei op te blazen, lit stean de skeet fan in widdo op âldjiersnacht.’ Mar neat hie holpen. En op it lêst hie Alfred sein, dat Ada mar better it idee opjaan koe om dy deis te waskjen. De motor, sei er, hie der gewoan gjin sin oan om dy deis te arbeidzjen.

Mar Ada woe gjin belies jaan. Se wie úteinlik poerlik wurden. Se hie de oandriuwriem fan de motor derôftrape. Doe tilde se it hele gefal fan 'e grûn op, mei de fjouwer tsjillen en de oandriuwring, en smiet him oer it stek oer it hiem, en rôp: 'Ik wol dat ferrekte ding noait wer bij myn waskmachine sjen. Hâld do him mar.' Alfred hie oer it stek hinne nei de op de kop lizzende masine sjoen, doe nei Ada, en syn eagen wiid iepenskuord, en hij hie sein fan 'godskes!' Doe wie er troch it stekje rûn en hie er de motor wer op fjouwer poaten set, en wer weromsleept nei it plak foarhûs bij de waskmachine. En foar de aardichheid, foardat er weromgongen wie nei it luzernefjild, hie er de swiere slinger noch ien gisel jûn. En minsken noch ta, hij wie starten. En Ada hie dy deis toch noch de wask dien krigen.

Hij betocht ynienen dat syn mem, dy't toch al net sa mâl mei dy motor wie, it net sa slim fine soe as er de motor foar syn fleanmaschine brûkte. Mem en heit soenen in pear dagen lik op him wêze, mar se soenen al gau ynsjen dat syn mem better út wêze soe mei in betroubere motor.

Free helle de âld Fairbanks-Morse fan it hiem en sleepte him nei nêst syn fleanmaschine. Hij die wat opmjittingen mei syn heit syn timmermanstomstok en seach dat de motor presys op it frame passe soe. Hij skroefde him los fan it ûnderstel en pleatste him mei in swaai yn syn fleanmaschine. Hij sette de motor mei de riemskiif oan de foarkant en de hendel oan de binnenkant, en skroefde him stevich fêst. De fleanmaschine wie swier fan foaren en as er tefolle op de motor leunde, woe de noas nei ûnderen sakje. Hij ferwachte lykwols dat, as de piloat yn de cockpit siet, de fleanmaschine wol wer yn balâns wêze soe.

It folgjende probleem wie it propellerblêd. Hij prakkesearde der earst oer nei om ien út in esketûke te snijen, mar bij de gedachte dat er it hele ding ôffykje moatte soe, oan de fine puntige úteinen ta, betocht er him. Te dreech. Doe betocht er dat der westlik fan buorman Billy Peterson syn lân in stielen wynmole yn in sleat lei. Hij klom op Tip, en tagelyk de post heljend stoppe er even op it hiem fan Peterson om te freegjen oft er de wynmole hawwe mocht.

'Jawis wol, nim him mar mei,' sei dy, 'mar ast dyn fleanmaschine klear hast, moat ik in kear fergees mei.'

Nei wat genifel makke Free de seis blêden fan de wjukken fêst oan de seis speaken fan it swangrêd fan de Fairbanks-Morse.

Der stiek noch genôch fan de riemskiif troch de wynmole hinne om der in riem omhinne lizze te kinnen. Wat er elke moandei dwaan koe, wie om mei de fleanmaschine nei syn mem har waskmachine te riden, de riem deromhinne te lizzen en de klean foar har te waskjen. En mei dy draaiende waaier koe er suver tagelyk de klean foar har droegje,

miskien like fluch as dat se dy út de waskmachine helle. Dat byld dat er foar eagen hie, wie sa grappich dat er de sleutel even falle litte moast en dêr lûdop om laitsje.

Albert en Jonathan kamen derbij om te sjen wat er oan it útfinen wie. Yn har eagen wie Free al in ferneamd útfiner. Doe't se seagen hoe grut de fleanmaschine wie en wat er dêrmei dwaan soe, waarden se benaud en draafden se werom nei har sânbulte. Se foelen him net wer lestich.

Everett wie oars. Dy seach it spul in skoftke oan, op sa'n sân meter ôfstân, mei de holle skeef, en in nuver glimke op syn gesicht. De deis dat Free op 't lêst alles ynoarder hie en klear wie om op te stigen, fertoande Everett him wer.

'No,' sei Free, 'bist krekt op 'e tiid. Soest meifleane wolle de loft yn?'

Everett glimke syn wûnder glimke, as wannear't er syn bôlekoarsten ferstoppe. Hij hie in hekel oan hurde swarte koarsten, en wie der ûnder iten yn de famylje it handichst yn om se kwy't te reitsjen.

'Miskien wolst wol de earste wêze om mei dizze machine te fleanen, hè?' Everett die in stap tebek.

'Ik lit dij wol sjen hoe.' Free wie net fan doel om syn domme broer syn grutte útfining stikkenmeitsje te litten, mar hij wie toch ek wol wat skrutel om der sels mei te fleanen, no't er klear wie. 'Kom hjir.'

Everett stoarre rjocht omheech.

'Woest dêrmei sizze datst gjin held wêze wolst?' Everett seach noch altyd strak nei de hege blauwe loft.

'Goed dan, dan doch ik it wol.' Nei al dat gedoch fan syn mem om de motor oan 'e praat te krijen, doarst Free amper te tinken dat er foar him wol maklik starte wolle soe. Mar toch stelde er alles yn, kontrolearde de sturt om te sjen oft er hinne en wer en op en del bewege koe, pakte doe de izeren slinger en joech der in gisel oan.

De motor plofte de earste kear en begûn doe te dreunen. Tsjûk-tsjûk, plof. Tsjûk-tsjûk, plof. Dêr waard er sa kjel fan, dat er hast fergeat om de slinger los te litten.

Godtank begûn de kâlde machine net fuortdaalk op syn fûlst te draaien. Mar toch produsearre de seisblêdige propeller safolle wyn dat syn hier der hast mei de hierwoartels ôfblaaad waard. Hij stroffele gau achterút en bedarre presys goed op de piloatestoel. Syn eagen skuorde er sa wiid iepen dat er stjerkes seach. Stadich waarme de machine op en stadich gûnze de propeller flugger en flugger. Under him skodde de fleanmaschine as in terskmachine. Der klonk gekreak ûnder him en nei ûnderen sjend fernaam er dat de landingstsjillen begûn wienen te rôljen. Hij beweege echt. De fleanmaschine begûn echt oer it hiem te riden. Hij swaaide nei Everett.

‘Groetsje mem mar fan mij, wolste?’ Everett stoarre noch altyd nei de loft.

Te let betocht Free dat er fergetten hie om wat bôle en limonade yn te pakken. Mar wa hie ek tinke kinnen dat mem har ferdulde Fairbanks-Morse fuort de earste kear starte soe? No, hij soe oer in skoftke yn ’e loft sweve. Wylst syn hier rjocht achterút blaasd waard, fleach syn geast rjocht foarút. Hij seach yn gedachten syn fleanmasine stadich boppe de beammen útrizen bij de sânbulte en dan boppe it nôtfjild fan Hopkins omkearen en dêrnei boppe de huzen fan Bonnie en nei it westen nei in eilân ergens yn ’e Stille Oseaan tafleanen. It soe derfan komme.

Syn mem ferskynde yn de doar iepening fan de stoepe foar him. Achter it miggeskerm like har gesicht blau. Free swaaide net. De propellerblêden blaasden him te fûl wyn yn it gesicht. Hij moest himselfs mei beide hannen beethâlde. Under him begûn it landingsgestel lûd te piipjen. Fansiden sjend skatte er yn dat er sa’n fyftjin kilometer yn ’e oere gong. Hij frege him ôf oft it net tiid wie om de stjoerkneppel oan te lûken en om op te stigen. As er dat net gau die, soe er noait de beammen bij de sânbulte ûntwike kinne. Krekt doe’t er op deselde hichte wie as de hiemhikke, fiele er de sturt achter him omheechgean, wylst tagelyk de noas nei ûnderen doek. It skeat troch him hinne dat er de motor te plat op it frame fêstmakke hie, sadat de propeller de noas nei ûnderen sûgde. De stân fan de motor hie omheech wêze moatten, sadat dy him omheechlutsen hie.

Hij loek de stjoerkneppel achterút. Neat. De sturt kaam noch altyd omheech. Mei hieltyd mear ôfgriis seach er dat oer in pear tellen de flimerjende razende propeller in gat yn de grûn fan it hiem boarje soe. Hij soe as in das yn Sina oankomme.

Stjerrend benaud seach er om him hinne. Syn mem wie nei bûten stapt en stie dêr, mei ien hân boppe de eagen en de oare op har hart. Everett wie in pear stappen nei foaren draafd.

Free waard bekûgele troch stof en sân. Hij bûgde de holle dêrtsjin foaroer en loek tagelyk de kneppel út alle macht nei him ta. De râne fan de gûnzjende waaier hapte yn it gers, doe yn ’e grûn, en ynienen sloech de fleanmasine folslein foaroer en gong de propeller op de grûn ôf as woe er dy oan smots mealle. Hij groef der in eintsje yn op, sa’n foet djip. Der folge in útbarding fan brune modder. Doe kaam de propeller fêst te sitten, en smoarde de motor, en sloech ôf.

Stilte. Om Free en syn iendekker hinne daalde de stilte del. De stjoerkneppel bûgde troch ûnder syn gewicht. Hij hong oan de foarkant fan syn teannen dêr’t se achter de pedalen heakke wienen. Ut ’e hûs wei kaam syn mem oanstampen, as in generaal dy’t op in slachfjild in tafriel fan dea en ferneatiging binnenstapt. Se seach omheech nei

dêr't Free oan de stjoerkneppel hong. Se seach nei de wjukken fan de iendekker. Se seach nei dêr't de propeller in rûn gat yn it hiem dold hie. Doe nei de Fairbanks-Morse, en koe doe einliks lûd útbringe.

‘No ha we de hichte!’

Fan syn sitplak ôf seach Free ek nei de motor. Dêr kaam Everett ek oandraven. ‘Free woe dat ik der it earst yn fleach.’

‘Gelokkich net.’ Ada seach Free grimmitich oan. ‘Jongeman, ik wol dy motor fan mij út dat fleanding fan dij wei ha en fuortdaalk op syn plak op myn hiem weromha. En ik bedoel echt fuortdaalk. Oars belje ik de sheriff en sis ik him dat er dij nei it gekkehûs slepe kin.’

‘Goed, mem.’

‘Benijd wat jim heit hjirfan seit.’ Se draaide har om en rûn skodholjend stadich werom nei hûs. ‘Dy jonge toch.’

Free beseftte dat de motor fan syn mem no foar him ferbean wie.

Everett sei: ‘No hie ik toch wol meiride wollen. Dat wie in hele aardichheid.’

Free klom út syn fleanmasine. ‘Och, gean toch werom nei dyn sektouter, ju.’

Dy middeis fertelde Ada Alfred wat der te rêden west hie. Alfred wist earst net oft er laitsje moast of likk wurde. Op 't lêst sei er: ‘Jammer dat dy motor net wat langer trochdraaid hat, dan hie er dat gat wat djipper útdolle kinnen. Dan hiest wetter foar ús oanboarje kinnen.’

Everett frege mei in slûchslim rôljen fan syn eagen oft hij, Everett, dan de baas wurde kinnen hie oer de oare bern, as Free fuortfleane kinnen hie? Bij dy fraach seach Alfred op fan syn board sûpenbrij en sei dat der mar ien baas wie dêre, en as je wisten wat goed foar jo wie, dan holden jo goed rekken mei wa't dat wie. ‘Der is mar romte foar ien bolle op in stik lân.’

Free wie noch net klear mei syn fleanmasine. Om dy tiid hinne krige er in boek yn hannen oer de jonges fan Speedwell en har fleanmasine. Dêr stie yn dat se in kear boppe in djip yn it lânskip ynsnijde rivier fleagen, doe't har motor ôfsloech. Se ûntdieken dat se sweve koenen op de stigende luchtstromen. De kliffen en steile hellingen stjoerden de lucht omheech. Sa koenen se tsien myl sweve foardat se delkomme moasten. Dêrtroch frege Free him ôf oft hij achterôf toch net wat boppe it lân sweve koe om alles te besjen. Hij hie ek in klif en hij wie der wis fan dat de lucht dêr ek opstiigde. Hij hie dêr gauris hauken boppe stilhingjen sjoen, soms minuten lang sûnder dat se mei de wjuk sloegen. As er mar op de ien of oare manier de loft yn komme koe, dan koe er miskien ek boppe it giele klaaiklif hingje en nei ûnderen

sjen, hoe't Gertie Young te swimmen gong, of as der in wolkbreuk de rivier delbarsten kaam.

De oare deis waaide de wyn út de noardhoeke. In bêste frisse pûster. De hinnen waaiden derfan oer 'e kop en los strie twirre hinne en wer. Alfred neamde it prima waar foar minsk en beest om yn te arbeidzjen. Free sels fûn it prima waar om syn idee út te prebearjen. Wêrom dy fleanmasine net as mei in kattepûl fan it klif ôfsjitte en dan de luchtstromen te brûken om te sweven?

Sa sein, sa dien. Hij helle Tip út it lân wei, sloech him yn, heakke him oan de sile en doe oan de sturt fan de fleanmasine. Everett woe wol mei, salang't it mar dúdlik wie dat er net op dat apparaat hoegde te riden. Tip loek de masine nei in sljocht stikje lân boppe it klif. Free hie in koart pealtsje meinommen, in grûnboar, in izeren heak, Alfred syn lange healine, en de heakatrol. Hij plante it pealtsje deun bij de râne fan it klif djip yn 'e grûn, sadat de punt der mar in heale foet ta útstiek. Hij stiek de healine troch de katrol en bûn ien ein fan de line oan de sile en it oare ein oan de heak, en de heak wer oan de noas fan de fleanmasine. Dêrnei bûn er de katrol oan de punt fan de peal, sá dat as de heak dêrtsjinoan kaam de heak lossjitte soe fan de fleanmasine. Hij liet Tip achterút nei de peal rinne, mei it achterein nei it klif, en loek de fleanmasine sa fier as er koe de oare kant út, bij de râne fan it klif wei, oant de line strak stie.

Hij rôp nei Everett, dêr't dy op feilige distânsje stie te sjen. 'Harkje even goed. Ik freegje dij net om te fleanen. Ik wit datst net in fûgel wêze wolst. It iennige dat ik dij freegje is om op Tip te riden en him dan sa fluch mooglik dy kant út te stjoeren. Dúdlik? Alles giet dêrnei dan fansels. Do hoechst nergens oer yn te sitten. Allinne mar hurd op dat hynder ride.'

'Wêr is dyn koffer?' Free waard lilk. Everett mocht dan stom wêze, it wie soms in ferdomd goocheme snotnoas. Je wisten noait wêr't er no wer oer neitinke soe. 'Everett, asto net gau op dat hynder klimst, krijst in oplawibus.'

'Nee,' sei Everett en naaide út nei hûs ta. Free raasde dat er stilstean moast. Mar dat help neat. Everett ferdwûn oer in paad troch de krúsbeien. Free draafde him achternei. 'Everett, as ik dij oait te pakken krij.' Everett draafde troch, en noch frij fluch ek.

'Kom hjir!' Everett kaam oare kant de krúsbeien wer foar it ljocht en drafke út it sicht de kleau yn Alfred syn greide yn. Free syn knibbels dienen noch sear, dat it wie maklik foar Everett om him foar te bliuwen. Hij hold op fan draven. Hij gong op in stien sitten en flokte. Hij flokte iderien út. Syn mem dat se him net har motor gunde, Everett dat er net meidwaan woe, en op 't lêst Dy Fint dêr yn 'e Himel dat er syn heit net

riker meitsje woe. Op 't lêst, nei in goed oere útrêsten te hawwen fan syn draven en syn flokken, naam er in beslút.

Hij gong werom nei syn fleanmasine en pleatste de kneppel en it sturtroer yn de startposysje, en sette se fêst mei in stik rustich paktrie. Doe kladdere er op Tip, skuorde syn kop omheech fan dêr't er fredich gers stie te fretten, en joech him in mep oer de kûnt mei it ein fan de leien. 'Kom op, âlde, wij jouwe ús grutte útfining ien lêste ritsje en dan ha we ús nocht fan it fleanen. Foar altyd. Hup! Fuort!'

Foar ien kear harke Tip nei him. Hij sette ôf en draafde as de wyn. Hij like te witten dat se oer in pear minuten op hûs oan soenen en dat syn krêbe fol mais sitte soe.

De iendekker roetste nei de râne fan it klif. Doe't de heak de katrol oan de peal rekke, foel dy fan de fleanmasine ôf, en dy fleach allinne fuort. Sa'n trije, fjouwer meter fleach er ek echt, rjochtút en prachtich. Hij klom sels wat, in foetlingte. Mar in sigentsje fansiden trof de iene wjuk en tilde dy stadich omheech. De fleanmasine makke in Clarence-Chamberlingisel. En doe doek er rjocht op de wylgen dêrûnder ôf, deselde wylgen dêr't er ienris de tûken fan ôfkapt hie foar de wjukken. Hij ferdwûn út it sicht. Der klonk lûd gekreak.

'Ik tink dat de goede Heare nooit fan doel west hat om mij fuortgean te litten.'

BOEK TRIJE

It lân fan de ingels

Foar

HENRY VAN ENGEN

en

HERMAN VAN ENGEN

omkes

Free * 1

In swarte auto mei in nûmerboerd fan Sioux County rôle op in middei har hiem op. Free siet yn de eskdoarn Riders of the Purple Sage te lêzen. Alfred gong nei it stek om de besite te begroetsjen. Fan syn sitplak yn de beam ôf seach Free dat it in frjemde dominy wie mei noch twa kreas klaaide manlju. Ada stie deun achter Alfred mei har freonlike glim op it gesicht. Al gau gongen se yn 'e hûs om te praten. Free wie ferdjippe yn syn boek, doe't syn mem oan de foet fan de beam him oanspreek. 'Free? Kinst even delkomme?'

Free seach nei ûnderen. 'Wat haw ik no wer dien?'

'Kom. Der binne in pear manlju fan de Western Academy dy't di graach even te wurd wolle. Nim dyn boek mar mei.' Free liet himsels bij de glêde eskdoarn delglide en folge har it hûs yn. Hij soarge derfoar dat syn overal oan de sydkant tichtknope wie. It foel him op dat der griene gersplakken op syn bleate teannen sieten.

De trije manlju sieten om de keukenstafel hinne bij in kop kofje te sigaarroken. De sigareriik roek swietachtich. Free moast dêrbij oan de rook fan treinen tinke. De dominy droech in swarte jas, in streepkesfest en broek, en in reade strik. Wylst de dominy mei syn sigaar tyspele, troch him hieltyd yn en út de tsjokke reade lippen te heljen, glinstere der yn it ljocht fan it rût in brede gouden ring oan syn finger. De oare twa manlju hienen eagen as hynstekeaplju. Har skerpsjende eagen gongen hieltyd wer nei it boek dat er oan it lêzen wie.

Ada sei: 'Free, dit is de earwearde Marcellus Weathers. Foarsitter fan de Western Academy Feriening, en dit is rektor Gary Hedges. En dat is Gary Ralph. Dy binne beide learaar oan de Western Academy.'

Free fûstke mei alle trije.

'Gean sitten, jonge.' Ada wiisde nei dêr't se sels meastal oan tafel siet. Dominy Weathers hie ljochtgrize eagen en in donkerread gesicht. Hij hold syn sigaar fêst oan ien kant fan syn gesicht. Hij glimke stadich, en liet dêrbij in rige gouden toskjen sjen. 'Do meist graach lêze, is 't net sa?'

Free mocht sok praat út 'e hichte net lije. Hij knikte.

Alfred hie dat allegear mei in glimke oan sitten te sjen. 'Dy jonge sit altyd mei de kop yn 'e boeken. En ik begryp net wêr't er dat fan hat.'

Ada sei: 'Syn beide pakes wienen grutte lêzers.'

'Ja, dat is wier ek,' sei Alfred. 'Dat wie mij even fergetten. Ien fan har wist suver alles fan de Bibel. En de oare wie in ekspert yn de bolsjewiken.'

Ralph seach rektor Hedges even fansiden oan, en glimke. Ralph droech in sulverblau pak. Dat paste goed bij syn sulverblond hier.

Hedges boarte mei in gouden medalje oan syn horloazjeketting. Hij droech in djipbrún pak. Dat paste presys bij syn hier en snorke.

De earwearde Weathers tikke de jiske fan it ein fan syn sigaar yn syn jiskepantsje. ‘We woenen dij foar takom jier in stúdzjebeurs oanbiede oan de Western Academy. Soest dêrhinne wolle?’

‘As myn heit en mem dat betelje kinne,’ sei Free.

‘We ha in splinternij gebou foar dij. Dyn klasse sil dêr de earste earste klasse wêze. Dat betsjut datst de hele skoaltiid lang nije fasiliteiten hast.’

Ada frege: ‘Hoe komt ús tsjerke dêrfoar oan it jild?’

‘Komt goed. Komt goed. De Heare sil der wol foar soargje.’

Alfred sei: ‘Ho even. Net sa hurd. De beurs hjir yn ’e hûs is frijwat plat.’

De earwearde Weathers sei: ‘Kost en ynwenning, dat sil net folle wêze. Mar fjouwer dollar yn ’e wike.’

‘En de boeken en de klean?’ frege Ada.

‘No, ja, dy ek.’

‘Hoefolle kostje dy boeken?’ woe Alfred witte. Alfred koe der noait oer út dat minsken echt jild útjoegen oan boeken. Boeken meitsje wie in troch God skonken talint en gjinien soe dêrfoar betelje moatte hoege.

‘Der binne fjouwer learboeken. Dy soenen alles bijelkoar it earste jier net mear as tsien dollar hoege te kostjen.’

‘Wat? Dat is fjouwer kear safolle as ús grutte swarte Bibel koste hat.’ De trije manju glimken.

‘Kin ús jonge syn boeken net tegearre mei in oare skoaljonge keapje en sa de kosten dele?’

Ralph liet him hearre. ‘We leauwe dat it in goed gebrûk is dat in jonge syn eigen boeken hat. Op dy manier kin er dêr grutsk op wêze. As in ding fan josels is, is der mear kâns op dat jo it in deel fan jo eigen libben meitsje.’ Hij seach nei it boek dat Free sitten hie te lêzen. ‘Ik bedoel net dy troep, begripe jo. Mar echte boeken, fan grutte skriuwers. Boeken dy’t yn de geast fan in jonge in hongerich fjoer oanstekke.’

Free fronsle. Zane Grey wie goed. Feitlik wie Zane Grey sa goed en echt dat it wol foarkaam dat Free fergeat wêr’t er wie. Hij wie in kear bij it lêzen hast út de eskdoarn trûzele.

Ralph sei gau: ‘O, it kin gjin kwea datst yn dizze faze fan dyn libben Zane Grey lêst, jonge. Want dan lêsto teminsten noch wat. Mar letter silst boeken ha wolle, dy’t dij nei heger dingen rikke litte. En sadwaande silst namste mear fan it libben genietsje. Dan sil Zane Grey dij saai talykje.’

Free seach wat er bedoelde. It wie krekt as mei dy sektouter fan him. Doe’t er himsels ienris fierder rikke litten hie om dy earste grutte sprong

fan de hegere beam te meitsjen, hie touterjen noait hearliker west.

‘No,’ sei Alfred, ‘we ha sels net mear as sa’n seis boeken yn ’e hûs en dêr rêde we ús skoon mei.’

‘Alfred,’ sei Ada.

Alfred gong troch: ‘Dêr is dat boek fan de Swarte Profeet. En dy fjouwer swarte boeken dy’t Compendium bij de Bibel hjitte. En dan ús swarte learen Bibel sels. En dat boek dat Gar Ault ús jûn hat op ús troudei ... witt’ je ...’

‘Us Houliksboek,’ folle Ada him oan.

‘Ja, dat.’ Alfred telde troch op syn fingers. ‘En dan dat doktersboek mei al dy tekeningen fan de minske datst besteld hast bij Sears Roebuck. Dat boek datst weistoppe hast yn ús sliepkeamer. Dokter Hood syn Iepenhartige Petearen. Dat is acht boeken.’

‘Alfred,’ sei Ada wer.

Free hie noch noait fan dat doktersboek heard. Mei tekeningen deryn fan de minske?

Rektor Hedges hie in fraach foar Free. ‘Wat soest letter wurde wolle?’

Free seach nei ûnderen, nei syn griene besmodske teannen. Hij koe dy belangrike manlju net bêst fertelle dat er der ienris fan droomd hie om de steat Iowa te feroverjen. En as er sizze soe dat er foar de aardichheid rymkes skreau, en slimmer noch, Ardman in kear in lang gedicht jûn hie, dan soenen se tinke dat er net goed wiis wie - foaral as se ûntdieken dat er foar grammatika hast sakke wie.

Rektor Hedges stelde noch in lestige fraach. Dy man seach rjocht troch jo hinne. ‘Miskien wolst nochris gûverneur fan ús moaie steat wurde? Lykas myn kollega hjirre,’ - en hij stjitte Ralph yn ’e ribben - ‘dy’t dêr noch altyd fan droomt.’

Dy glimke mei in sulveren glim nei syn freon. ‘Dat is net earlik, Gary.’

Alfred lake ek wat slûchslim. ‘Miskien wol Free wol studearje hoe’t er gewoan foar syn heit arbeider wurde kin om him op ’e pleats foarút te helpen.’

Ada sei: ‘Soe hjir ek ien witte wolle wat ik deroer tink?’

‘Fansels wol, frou Alfredson,’ sei de earwearde Weathers.

Ada seach earst nei Alfred, en doe nei har reade tommen dêr’t se op har skoat omtypsen. ‘Ik soe heel graach wolle dat ús jonge op in dei wat bysûnders dwaan koe yn de wyngerd fan de Heare.’

De earwearde Weathers knikte. ‘Dat is in nobel stribjen fan jo.’ Rektor Hedges en Ralph seinen neat. Alfred seach doe ek nei syn hannen. As Ada mei godstsjinstich praat begûn, en prekers har bijfoelen, wie hij útpraat.

De earwearde Weathers skrobe de kiel. ‘No, sa.’ Hij klapte beide

hannen op 'e tafel. 'It liket der dan op dat jongehear Alfred takom hjerst bij ús komt. Ynoarder.' Hij seach syn beide maten oan. 'We moatte hjoed noch mear besites ôflizze om learlingen te winnen, dat ik tink dat we no mar better trochgean kinne.' Hij gong oerein.

Alfred siet noch even te skodholjen. 'De tiden binne wol foargood feroare. Foarhinne bleau de âldste soan altyd thús om foar de âlde hear te wurkjen. As der al ien nei skoalle gong, dan wie dat de jongste jonge.'

De earwearde Weathers knikte. 'Ja, jo ha gelyk, Alfredson. En spitigernôch is sa yn it ferline mar al te faak mannich briljante earste soan oan ús ferlern gongen.'

'Dat hie ik dan ek wêze kinnen,' sei Alfred. 'Want ik wie de âldste en ha de legere skoalle net ôfmakke.'

'Dat soe bêst wêze kinne.' De oare twa fan de Western Academy gongen ek oerein. Ada en Alfred rûnen mei nei har auto ta. Free talme wat bij syn mem har bloeiende reade earten. De swarte auto wie in nije Packard. Dy paste bij de foarname manieren fan de earwearde Weathers. Wylst dy achter it stjoer stapte, stoppe er de heal oprookte sigaar yn in spesjaal hâlderke op in jiskebakje. Dat wurke as in waskniper. De beide professoaren staptten achtern.

Weathers seach Free noch ien kear oan. 'Op in dei, ast dyn diploma helle hast fan de Western Academy, en dan Christian College yn Zion, Michigan, dan gean ik nei dyn tsjerke ta om dij preekjen te hearren.'

Free seach nei it donkerreade gesicht fan de dominy, dêrnei nei de reade earten. Ada lake. 'Dan bin ik dêr ek, dominy, as dy grutte dei komt.'

De earwearde Weathers starte de auto, en mei in swaai de hân heevjend as segene er har, ried er fuort. De twa learaars swaaiden nei har troch it achterrút.

Ada ❀ 2

De oare jûns kaam tafallich de famylje fan dikke John op besite. De bern fan beide famyljes wienen o sa bliid en draafden nei it bargelân om honkbal te spyljen, wylst dikke John en dikke Etta mei Ada en Alfred de moaie keamer ynstampten. Dikke Etta striek bij it rût yn in leunstoel del. Se wie koartamich. Dikke John keas in skommelstoel tsjinoer har. Alfred gong bij de doar sitten en Ada siet op in skommelstoel nêst dikke Etta.

Ada die it rût op it westen iepen foar de koele noardwestlike wyn. Nei in skoftke roek se har bou, yn 't bysûnder de grouwe skoandere koal. It sigentsje wie krekt sterk genôch om de wite kanten gerdyntsjes

en de grutte fenushierfaren bij de doar op en del weevje te litten. De beide manlju praten even oer it gemaak. De froulju oer it ynmeitsjen. Doe kaam dikke John dermei op 'e proppen. 'Sis, ik hear dat de Western Academy wol dat jimme jim âldste dêrhinne stjoere.'

Ada seach Alfred oan. Alfred seach Ada oan. Ada hie der oer nei sitten te tinken om dikke John om syn miening te freegjen. Dy soe har syn wenstige rjochtute miening sizze. De dominy makke him faak mear soargen oer wat dikke John fan syn preken fûn as oer de oaren yn tsjerke. Ada hie him altyd graach lije mochten, sûnt er har jierren lyn op it stasjon fan Bonnie ophelle hie. Se hie doe yn 'e lytse loege sitten en prebearre om oer dat gefal mei Alvin Ravenhorse hinne te kommen. Dikke John koe tagelyk grappich en djipsinnich wêze. Dy neef fan har wie in man dy't, mei in bettere frou, ien of oar grut persoan wurde kinnen hie, in belangryk man yn de regearing of de baas fan in grut bedriuw yn Sioux City of Sioux Falls.

Se seach him oan en glimke. Dêr siet er yn de sterkste skommelstoel, sa grou dat er de sydknopen fan syn splinternije overal net ticht krije koe. En dy âlde oanwenst fan him om noait syn huodsje ôf te setten, wêr't er ek wie, behalve yn tsjerke fansels, makke him noch mear oars as oars. Yn mar ien opsicht like er op Alfred - hij hie altyd skjinne hannen en kreas fersoarge neilen. In frou koe in man in bulte dingen ferjaan, as er goed fersoarge hannen hie.

Dikke Etta hie ek har goede punten. Se koe de bern nei har harkje litte sûnder nei har te razen. En se wie loyaal tsjinoer har man. En se miste noait in tsjerketsjinst. Mar as it op harsens oankaam, koe se dikke John net belykje. Se helle him nei ûnderen.

'No, Ada?' brocht dikke John har yn 't sin.

'Ja, we ha der wat oer neitocht.'

'Watfoar healwizichheid ha dy hege piten jim wiismakke om oer sok idioats nei te tinken?' Dikke John prate mei sa'n djip grânzgjend lûd, dat syn stim suver út syn earmsholten wei like te kommen.

'Se hienen belangstelling foar ús soan fanwege syn hege sifers ferline jier. Sast witst, wol God it bêste foar Syn skoallen.'

'Jawis, jawis,' grânzge dikke John. 'Wa wit echt oft jim jonge de bêste is? Dy ezel fan in Obert Ardman kin dat seker net witte, mei syn earmoedich komôf.'

Wat? Dêr moast Ada suver lûdop om laitsje. Dy grouwe keardel, dy fraat, dy't altyd djip yn 'e skuld stie bij de winkellju, tocht dy noch altyd oan himsels as fan ien of oar aadlik komôf? Dikke John fernaam dat er bij Ada gjin stap fierder kaam. Hij draaide him om nei Alfred.

'Alf, ik sil dij in goede rie jaan. Mear ûnderwiis sil dy jonge allinne mar tsjin jim opsette.'

‘Dat is wier,’ sei Alfred. ‘It is al slim genôch dat er altyd sit te lêzen.’
‘Ik sis, lit him arbeidzje,’ sei dikke John. ‘Sa’t ik ús âldste arbeidzje lit.’

‘Do hast grif gelyk,’ sei Alfred.

‘Mei it swit op ’e foarholle.’ Dikke John begûn de skonken oerinoar te slaan, betocht dat er dat net koe, en sette se wer del as de pylders fan in poarte. ‘Do tinkst der toch werklik net oer nei om him gean te litten, krekt no’t er syn kost begjint te fertsjinjen?’

‘Miskien net.’

‘Mei al dy rymkes foar de haadmaster ferline jier ... ha! Wat sil er dan, as er fan skoalle komt, boeken skriuwe, yn godsnamme?’

‘Ja, jawis.’

‘Godfer, Alf, betink ris hoest it troffen hast mei al dy opgroeïende jonges. Do kinst har wurkje litte oant se ienentweintich binne. Mei al dy fergeze arbeid kinst ryk wurde. Do kinst as in hear libje. Do bist net goed wiis ast dy kâns fleane litst.’

Ada begûn te rideljen. Se koe der net oer dat har man Alfred it sa mei dikke John iens wie. Dy twa mannen wienen jaloers op de jonge. Alfred, omdat er noait op skoalle west hie, en dikke John, omdat er syn talint net ûntwikkelje mocht hie.

Nei wat neitinken besleat se om mar de wiiste te wêzen. ‘John, neef, de Heare sil it ús oanrekkenje as wij de jonge syn talint yn it maisfjild begrave litte.’ Se seach del op har stille tommen. ‘Ik tink, it soe moai wêze as ús soan dominy wurde koe. En sa net, dan op syn minst learaar yn ús kristlik skoalsysteem. Do witst wol, bysûnder wurk yn de wyngerd des Heare.’

Dikke John sei lang om let: ‘No, no ha we de hichte.’

Ada besleat dat se ek de miening fan in oar hearre woe. Se belle Josie Newinghouse op en noege har út foar in wykein. Josie wie de jongere freondinne fan Free syn eardere leares, Amelia Herman, en studearre oan de Western Academy. Se kaam nei har tariden yn in Ford sportwein, mei har keamergenoate, Sadie Ralph. Doe’t se oankamen, sieten se te laitsjen om de kluchten fan har sinnige âld auto. Josie wie hast like lang as Ada, mei in slûge blik yn har blauwe eagen. Sadie wie lyts, mei read piper-en-sâlhier. Ada joech har de útfanhuzerskeamer. It duorre net lang foardat it hele hûs, fan boppen oant ûnderen, fol wie mei fleurich famkeslaitsjen. Josie en Sadie holpen Ada bij de ôfwask. Se strieken ek foar har en pasten op de baby.

Sadie blik de jongere suster te wêzen fan professor Gary Ralph. Se hie krekt de Western ôfmakke en wurke yn de apoteek fan Hello. De kommende hjerst soe se nei Christian College yn Zion, Michigan. Ada

wie ûnder de yndruk rekke fan Ralph, mar it yn 'e kunde kommen mei syn jongere suster joech har in yndruk fan ien fan Free syn takomstige leararen, dy't se oars net krigen hie.

Alfred libbe ek op mei dy twa fammen om him hinne. Hij besocht om yndruk te meitsjen op Josie, dy't mear syn type wie as Sadie. En ek de bern wienen rêstiger as gewoanlik. Allinne Free bleau deselde. Dy siet yn syn eskdoarn te lêzen. Ada fertelde de famkes oer har probleem. Josie sei earst net folle. Mar nei wat neitinken sei Sadie: 'Ik sil de kommende dagen Free wat yn 'e gaten hâlde en dan sis ik dij wat ik tink.'

'Dat is bêst.'

Dy sneins nei iten hie Sadie in fraach foar Free. Se hienen allegear de stoel achterútskood, en de lytsen wienen nei bûten draafd om ûnder de beammen te boartsjen en Alfred hie ien fan syn seldsume sigaren oanstutsen. 'Free, fertel ris, asto allinne bist, lykas dêr boppe yn dyn beam, wêr droomst dan oer?'

Free syn eagen waarden útdrukkingsloas.

'Of ast nachts wekker wurdst, watfoar held droomsto dan datst wurde silst?'

Free hold net fan sokke fragen.

Ada glimke nei him. Sij woe ek witte wat syn geheime dromen wienen. De lêste moannen hie har âldste soan har mear en mear bûtenslatten. Se tocht net echt dat dat ferkeard wie, of dat er net mear fan har hold. It wie earder sa, dat er op it punt stie om in man te wurden en, krekt sa't har broers John en Sherman in skoftke mei har mem dien hienen, ûnder har tomme wei sjen moast te kommen. Se woe wol dat se him de hân op it skouder lizze koe, lykas fanâlds, mar se wist dat dat him noch stiller meitsje soe. Wat wie it eigenlik in tryste boel tusken in âlderwurdende mem en in opgroeende soan.

'Free?' tante Sadie him.

'As ik dat sei, dan laken jim mij út,' sei Free.

'Tinkst echt dat ik sa ûnfatsoenlik wêze soe?'

'Wit ik net.'

'Dat boek datst dêr lêst, Tûzen en Ien Nacht, fynst dat moai?'

'Dat is wol moai. Dat stik dêr't Sinbad de Seeman oan de poaten fan in rukh hinget en sa nei frjemde lannen fljocht, dat is wol moai.'

'Gewoan wol moai?'

'Behalve dat it soms net echt echt is.'

'Wat bedoelst, net echt echt?'

Free seach har oan om dúdlik te meitsjen dat de iennige reden dat er op har fraach yngong wie, dat se dêr te gast wie. 'No, der wurdt hieltyd sein dat de tunen dêr sa moai wienen mei blommen en strûkjes, mar der wurdt noait wat oer kleuren ferteld.'

‘Do bedoelst, it is sa ûndúdlik oer bysûnderheden? Net realistys?’

‘Ja, sa ûngefear.’

Josie waard wekker út har sachte drôge. ‘Bedoelst net, Free, datst dijsels der net yn ferlieze kinst, omdat it net in echt wier boek is?’

‘Ja. Krekt as is it noait gebeurd. As wat dat yn in droom nachts gebeurd is, mar net oerdeis.’ Free begûn der nocht oan te krijen. Josie hie wat nijsgjirrichs oanroerd. ‘As ik it skriuwe soe, soe ik der mear roken yn stopje, en stikels sa’t roazen dy hawwe, en echte modder yn it lân. Sa soenen de blommen en de slavefamkes noch moaier lykje.’

‘Aha,’ sei Sadie, en se seach neitinkend. Letter, krekt foar tsjuster, doe’t de famkes fuortgongen, naam Sadie Ada bij de earm en, der foar soargjend dat Free har net hearre koe, flústere se: ‘Stjoer him nei de Western, hij kin it.’

Ada lei de hân oer har hart.

Free ❁ 3

De moarns betiid ried Alfred de Buick achterút út de garaazje en nei de foarkant fan it hûs. Hij drukte op de klakson.

‘Even geduld,’ sei Ada. Se ynspektearde Free. Dy hie syn brune knickerbockerpak oan en in pear nije brune skuon. Alfred hie him ien fan syn strikken jûn, in readenien mei stippen, en om te soargjen dat dy net te lang like, hie er de knoop heech yn it brede part makke, en it smelle stik yn syn boesgroen stoppe. Alfred toetere noch in kear.

Free rûn nei de doar mei syn brune koffer.

‘Wacht even,’ sei Ada wer.

‘Mar heit stiet te wachtsjen.’

‘Set dy koffer del en kom hjir even. Lit ús tegearre even nêst dizze stoel knibbelje.’ Se naam him bij de hân en fierde him mei nei de stoel bij it noardlike rût.

‘O, mem, toe no.’

‘Kom.’ Se knibbele op de flier en loek oan him om itselde te dwaan. ‘It is altyd in goed ding om earst de Heare Syn segen ôf te smeeke.’ Free liet himsels nêst har op knibbels lûke.

‘Doch de hannen gear en leun mei mij tegearre op dizze stoel.’ Mei har beiden sa op knibbels wie Free like lang as syn mem. Hij die de eagen ticht. Hij fiede syn mem har earmtakke tsjin sinent. Der hong in lucht fan bakpoeier yn har klean.

Ada bidde. ‘Heit yn ’e himel. Wij binne in mem en in soan op knibbels foar Jo troan. De soan stiet op it punt om oer de libbenssee nei in nije bestimming ôf te reizgjen. O Heare, wij beskôgje dat ûndernimmen

mei lichte freze. Dat dogge wij net lichtfeardich. Wij binne net ryk. Elke penny oan him bestege sil soer fertsjinne wêze. Dat hij nei skoalle giet, sil betsjutte dat de oaren yn de famylje har fjouwer lange jierren bekrimpe moatte. Doch, o Heare, wij ferheugje ús yn de ús jûne kâns om ús geast te ferdjipjen yn in wiere kennis fan Jo en Jo wurken, en ek om sokke talinten as wij hawwe te ûntwikkelen, wat dy ek wêze meie. Wekje oer him no, Heare, as hij' - de klakson bûten klonk trije kear lûd – 'nei in nij frjemd lân giet, dêr't er nije gesichten moetsje sil. Wij witte dat der ferliedings wêze sille op dy reis. Lit him betinke dat de hân dwaan sil wat it each net sjen wol. Wij fertrouwe derop dat Jo him op it rjochte paad fan de wiisheid liede sille, om altyd it Goede te sykjen. Dat freegje wij yn Jezus' namme. Amen.'

Ada bleau noch even sa sitten, mei de eagen noch ticht.

Alfred drukte wer op de klakson, ditkear lang en lûd. Free gie oerein. Ada suchte. Doe't se de eagen opsloech, rôle dêr in trien út. 'In memmehart is echt oars as dat fan in heit.' Se steunde in hân op 'e knibbel en kaam nêst him oerein. Se streake him oer de foarholle, him leafdefol oanreitsjend. Alfred klaksonearre opnij, lil. 'Ik kin no mar better gean, mem.'

Ada twong harsels om te glimkjen. Wylst har eagen him nochris fan kop ta tean opnamen, foel har wat op. 'Free.'

'Wat no wer?'

'Hee, jonge. Witsto net dat ik wol datst dyn knickerbocker boppe de knibbels tichtknopest?'

'O, mem, toch.'

'Wêrom net? As ik it graach wol?'

'Omdat dy hoasbannen fan in binnenbân dy't heit foar mij makke hat, boppe de knibbels sa ferhipt knipe. Mar mei de broek ûnder de knibbel tichtknope, kin ik dy hoasbannen ûnder de knibbel drage, dêr't de skonk smeller is.'

'It docht dij toch net sa sear, toch?'

'Ja, echt wol.' Hij knope de knickerbocker los en liet har sjen wat de rubberen hoasbannen boppe de knibbels mei him dien hienen. Dy hienen ûnder syn hûd wat suver like op rigen wite ryskerrels achterlitten. 'Sjocht mem no wol?'

'Och,' sei Ada, mei in hân op har gouden hier. 'Dêr hie ik noait op sind.'

'Ik sil bliid wêze as ik op in dei in lange broek drage kin.'

'Dêr hie ik noait op sind,' sei Ada wer.

Free waard koartôf. 'Goeie, mem.' Hij krige syn brune learen koffer op en rûn nei de auto ta. Ada folge him oan de hikke ta, him mei de blauwe eagen leafdefol en wat trystich neisjend.

‘No, dat waard tiid ek,’ grânzge Alfred. Hij swaaide nei Ada, en sette doe de Buick fluch yn ’t wurk en ried mei in skok it hiem ôf. Free fûn dat er noch ien lêste kear nei syn mem swaaije moast. It soe syn mem o sa sear dwaan as er dat net die. Hij draaide him om en swaaide even koart. Ada swaaide werom.

Alfred ried de âld Buick foarbij de rige waaibeammen lâns it lân fan Bester. Dat wie it plak dêr’t Garrett in kear in machtige homerun slein hie. De bal wie helendal oer de sleat hinne telâne kommen.

Alfred loek syn grutte noas op. ‘Wat ha jim dêr sa lang útheefd?’

‘Niks.’

‘Froulju! Dy ha op ’t lêste momint altyd wat foar jo te dwaan, krekt as jo it hiem ôfride wolle.’

Free swijde.

Alfred draaide de dyk nei Hello op. Se rieden in lytse wiete lichte yn. De sinne skynde dêr leech út it oasten oerhinne. In wite brêge oerspande in kalm beekje. It wetter wie sa helder as in noardlik rût. Yn in sleat groeide in boskje wylde tabak. Guon fan de legere tûkjes droegen noch lytse blauwe blomkes. Se wrotten in lange steile hichte op. Doe’t se boppe-op kamen, seagen se foar har oan de kym de wettertoer fan Hello.

Free koe it mar amper leauwe. Hij gong no echt nei de Western Academy. It soe echt in befrijing wêze om oan de strange regels fan heit en mem ûntkomme te kinnen. Ienkear yn Hello koenen se him net altyd opdrachten jaan. Hij soe dwaan kinne wat er woe, as er dat woe.

Alfred hie noch wat mear goede rie. ‘Harkje ris even. Ast net wis bist fan de gewoanten yn it hûs dêrst bist, let dan goed op it haad fan de húshâlding om te sjen hoe’t hij it docht, en dan dochsto it ek sa.’ Free fielde him net noflik. Hij hie al tûzen kear itselde fan syn mem heard.

Rjochts fan har glied in geheimsinnich bosk foarbij. De beammen stienen sa ticht opinoar, dat it dreech wie om de bopperuten fan it ferware hûs te sjen. As dat tsjuster plak nêst har hûs west hie, dan hienen hij en Sherm al lang útsocht wat it geheim wie. De lju seinen dat de sheriff in kear yn de kelder groeven hie om te sykjen om it lichem fan in fermiste frou. Free soe nei it bosk tagongen wêze om te sjen wêr’t de tûkjes en blêden oan kant skood wienen, en dan dêr socht ha.

Se rôlen de rioelsuvering foarbij. Dy stonk o sa.

Free seach in hûs oan de noardkant fan de stêd, dêr’t in âldkeardel fan sechtich in jonge húshâldster fan achttjin swier makke hie en in kreas jonkje bij har krigen hie. Free prebearre om him foar te stellen hoe’t dat gebeurd wêze kinnen hie. Dy âldkeardel wie har grif yn de skuorre bij de hinnen oer it mad kommen, bij it aafandeljen yn de golle, en de âldkeardel hie har holpen bij it sykjen, en doe wie se yn

it hea útgliiden en hie hij har opheind, en hie se him op sekere manier útdaagjend oansjoen, en hie hij de hân ûnder har jurk -

Alfred ried de hoeke om en sette de auto foar it tredde hûs yn de strjitte. It wie in oranjekleurich hûs en it seach der it suterichst út.

‘No, hjir binn’ we dan.’

‘Hoe wist heit it sa maklik te finen?’

Alfred knikte nei it hûs dêrnêst. ‘Dêr wennet in famyljelid, Frank Dykeman. Helpsheriff. Syn mem wie in Alfredson. Jim mem en ik ha in pear jier lyn op har begraffenis west. De Dykemans binne bij ús tsjerke weigien en fine harsels no de echte suvere Amerikaanse kongregasjonalisten.’ Hij snúfde bij himsels. ‘Dat is de tsjerke dêr’t ik bij weigien bin om jim mem te trouwen, jonge.’

It hûs fan de Dykemans hie in brede feranda mei twa erkers. In blau dak fan tarre houten dakpannen en krêmkleurige gevelplaten joegen it hûs in ryk útsjoch. Fjouwer heesters stienen op de hoeken fan in supernetsjes grien hiem. Free frege him ôf oft de Dykemans ek in soarte fan bibleteek hienen.

‘Frank en syn frou ha noait bern krigen, dat sij kinne sa’n hûs wol betelje.’ Alfred stapte út. ‘No, earst even yn ’e kunde komme mei dyn hospita, frou Fish. Sij is widdo en se nimt kostgongers foar it jild. Kom op, pak dyn guod.’

Free pakte syn koffer en rûn achter Alfred it paad op. In âlde dame die de doar foar har iepen. Har griis hier wie achter op ’e holle opstutsen yn in stive sipel. Se hie in grizich-griene jurk oan en skurve griene skuon mei hege hakken. Har eagen wienen blaugriis en se glimke myld.

‘Soa, dêr ha wij dan de jongkeardel dy’t bij ús yn ’e kost sil.’

‘Jawis. Ik ha him hjir earst mar even brocht. Ik nim oan dat er hjirwei it paad nei de Western Academy wol fine kin.’

‘Us jongste dochter, Hattie, begjint fan ’t hjerst ek pas. Sij kin him it paad wol wize.’

‘Dat is moai.’

‘Wolle jo syn keamer net even besjen?’

‘Hoecht net. Rektor Hedges sei dat jo de boel kreas ynoarder hienen.’

‘De keamergenoat fan jim jonge komt letter. John Sootman, fjirdeklasser. Dy komt út ’e streek dêr’t dy Quakers oait delstrutsen binne.’

‘Moai sa. Dan kin hij ús jonge ek paadwiis meitsje.’

‘Wolle jo der echt net even ynkomme foar in kop kofje?’

‘Nee. Ik rin achter mei it wurk. Mar toch betanke.’ Alfred pakte syn beurs en joech Free in biljet fan tsien dollar. ‘Dat is foar dyn learboeken. As der wat oerbliuwt, nimst dat mei nei hûs. Ik wol net datst repen yfst, wylst we it jild thús sa goed brûke kinne.’

‘Hij krijt hjir genôch te iten, wês dêr mar net bang foar,’ sei frou Fish.

‘En it is goed dat we om de fjirtjin dagen betelje foar kost en ynwenning?’

‘Dat is bêst.’

Alfred joech har acht dollar. Kost en ynwenning wie fjouwer dollar yn 'e wike, fan moandei oant freed, en in dollar ekstra as men it wykein oerbleau. Alfred ferwachte dat Free op freed nei hûs ta rûn, de hele sân myl, en dan soe hij op syn beurt Free op moandei werombringe.

‘Goeie, heit,’ sei Free.

‘Goeie, jonge.’

Frou Fish brocht Free de trep op nei in smel keammerke, mei in puntich plafond en mar ien rûtsje. Se wiisde nei in wyt izeren bêd. ‘Do en Sootman sille bijinoar sliepe moatte. Dat is wol grut genôch, tink ik.’ Dêrnei wiisde se nei twa tsjinoer elkoar steande burokes nêst it rût. ‘John hie ferline jier it buro nêst de kast, dat do krijst dan it oare.’

Free kipe ûnder it bêd.

Frou Fish, dy’t dat seach, sei: ‘Do silst it húske brûke moatte bij it houthok. We ha gjin nachtspegels foar ús kostgongers, want ik wol myn fammen dy net leegje litte.’

Free knikte. Dan soe er it oant de moarn ta úthâlde moatte.

‘Ik rop dij wol as Hattie klear is om fuort te gean.’ Frou Fish loek har mei in koart glimke werom.

Hij gong op de stoel bij it buroke sitten. Der hongen gjin platen oan de muorre, neat. It behang hie gjin patroan, allinne mar in simpele igale giele kleur. De houten flier wie dof blau-griis beskildere. Allinne it dekbêd hie wat kleur. It like krekt as wie dat fan ferskillende kleure jurken makke, rôs, blaugriis, giel. Dat dekbêd betsjutte dat hij en John Sootman soms op it bêd sitte koenen te lêzen. As froulju in wite sprieder oer in bêd leinen, dan mochten je dêr oerdeis beslist net oankomme.

Free sette syn dingen yn de kleankast en op it buro. De spegel boppe it buro hie in pear waarplakken, en doe’t er foaroerleunde om syn hier te kjiimmen, waard dêrtroch syn noas like grut as dy fan syn heit. Al gau rôp Hattie Fish nei boppen om te sizzen dat se klear wie.

‘Ik kom deroan.’

Elke hoop dat Hattie Fish sa kreas blike soe as syn fjirde-julyfamke waard de grûn ynboarre sa gau’t er har seach. Hattie hie in mopsnoas en droech in swarte bril. En se wie minstens in tombreed langer as hij, ek al stie se rûngear.

Wylst se nei de Academy ta kuieren, woe se hieltyd fan him witte hoe machtich se bij him thús wienen, en wat er der fan fûn dat syn heit noch libbe, omdat dy fan har dea wie. Op it lêst frege se him hoefolle

famyljeleden oft er hie, en foardat er antwurdzje koe, ferkundige se dat sij as de baby yn de famylje wierskynlik mear famyljeleden hie as wa dan ek op 'e hele wrâld - njoggen broers en seis susters. Op ien nei allegear troud, en dat wie Gert, dy't as betsjinster yn 'e stêd wurke. Se pochte dat se al ienentweintich muoikesizzers en njoggentjin muoikesisters hie. Free krige in inerlike wjeraksel tsjin Hattie. Mei dy mopsnoas en dy grutte swarte bril seach se der út as in krusing tusken in ûle en in pappegaai. Dêrnei rattele se mar troch oer hoefolle fiere famyljeleden se wol net hie, net allinne de neiste famylje. Har mem, sei se, kaam út in famylje fan tolve, wylst har earme ferstoarne heit út in famylje fan achttjin kaam.

‘Achtjin?’

‘Leaust mij soms net?’

Dat begûn aardich fertocht te lykjen.

‘Laitsje mar, kin mij neat skele.’

As it wier wie wat se sei, dan wie har famylje noch slimmer as syn eigen, de grutte John Englekingfamylje fan Bonnie. Syn heit hie in kear sein dat, as de regearing net it near lei op de manier wêrop't de Englekings fokten, sij dan it lân oernimme soenen.

‘Ik wurd skoaljuffrou. Wat wolsto wurde?’

Free tocht oan hoe't dikke John mei syn hynst alle merjes yn Leonhard County bijlâns gong en drachtich makke. ‘No, ik tink deroer nei om dekhynsteman te wurden.’

Hattie rûn hastich bij him wei, nei de râne fan it trottoir oan har kant. Se hold de earms stiif tsjin it liif. ‘Ik sis tsjin ús mem watst dêr krekt sein hast, do wiisnoas.’

Free krige spyt. Hij mocht frou Fish wol lije en woe gjin spul mei har hawwe. It wie in lang ein rinnen nei de Academy. Doe't se de hoeke omsloegen de haadstrjitte op, nei it noarden, rôp in lyts mantsje bij in benzinepomp: ‘Hee, Fishie, wachtsje even. Ik rin mei nei skoalle ta.’

Hattie seach om har hinne. ‘Dat is John Sootman.’

‘Myn keamergenoat?’

‘Ja. Hij neamt mij altyd Fishie. De wiisnoas.’

John Sootman rûn op har ta. Hij like noch mar fyftjin, al droech er in lange broek. Hij hie in lyts holtsje mei in o sa strakke hûd. Syn ljocht hier hie de skieding yn 'e midden. Hij wie ien fan dy minsken dy't noait folwoeksen lykje soenen. ‘Wa is dyn maat?’

‘Alfredson. Dyn nije keamergenoat.’ Sootman beseach Free even op en del. Hij koe der net oer dat Free, earsteklasser, grutter wie. Mar hij sei neat, en seach inkeld glimkjend nei Free syn grutte brune skuon. Hattie sei: ‘En hâld ris op mei mij Fishie te neamen, John.’

‘Goed, Fishie. Ik sil 't prebearje.’ Doe lake Sootman him slop om syn eigen skrandereis.

‘Och, do sûch,’ sei Hattie en beide hannen op syn boarst pleatsend joech se him in fûle dûst. Sootman seach har ferheard oan. Doe sette hij op syn beurt beide hannen op har behindige boarstkes en joech har ek in triuw.

‘Och, bist sels in sûch.’

Hattie mocht dêr wol oer. ‘No ja, iderien neamt ús altyd de Fishes, dat ik moat leau ik mar net kleie.’ Se draaide har om nei Free. ‘Wat neame se dij as se dij pleagje?’

‘Free.’

‘Hee, dat is in aardige bijnamme.’

Se rûnen troch nei it noarden. De strjitte rûn út op in rûn pleintsje foar in bakstiennen gebou fan trije ferdjippings. Dat gebou hie hege ruten mei wite kezingen en yn ’e sinne seach it der read en nij út. Farske swarte modder lei noch keal bij de muorren lâns.

Sootman sei: ‘Ja, dat is it. Western Academy. Hartstikke spiksplinternij. Wij ha de earste kâns om ús inisjalen yn de banken te fykjen.’

Der kamen auto’s fol mei learlingen oanriden, dy’t foar de skoalle parkearden. Oare learlingen kamen oer de trottoirs út alle hoeken fan de stêd oansetten. Yn ploechjes fan twa en trije rûnen se nei de glêzen doarren ûnder in brede bôge. Free begûn him dêr frjemd te fielen. It koste him gewoanlik in skoftke om freon te wurden mei frjemden, krekt sa’t it him in skoftke koste om yn in boek te kommen. Hij mocht o sa graach lêze, mar hie der faak gjin sin oan om oan in nij ferhaal te begjinnen. Dat betsjutte dat er wer wenne moast oan nije minsken op in nij plak. Fansels, as er wist dat it in goed boek wurde soe, dan koe er der net genôch fan krije en winske er dat it noait eindigje soe. In goed boek wie noait te lang. Hij wie sinnich yn wa’t syn nije freonen wêze soenen, oft dat no yn in boek wie of yn it libben sels.

De measten fan de âldere jonges droegen lange broeken. De langebroekejonges liken elkoar allegear te kennen en huften elkoar op it skouder en makken grappen en gongen troch mei it gedonderjei dêr’t se de ôfrûne maaie mei opholden wienen. Se hienen wat slûchslims oer har. De pear dy’t knickerbockers droegen, moasten wol nijelingen wêze. Se lieken wat op jonge hûntsjes dêr’t krekt de sturt fan knipt wie en dy’t net wisten wêr’t se bij hearden. De âldere famkes droegen de better útsjende klean, wylst de jongere famkes hieltyd noed hienen oft har rokseame wol rjocht hong. De âldere famkes praten oer wêr’t se ôfrûne simmer wurke hienen, en wa’t no mei wa ferkearing hawwe soe, wylst de nije famkes lykas Hattie oergeunstich taharken.

Iderien rûn rjochting de sportseal, de jonges oan de iene en de famkes oan de oare kant. Yn rigen pleatste stuollen stienen te glânzgjen op in

gouden hurdhouten flier. De stuollen stienen allegear nei it poadium ta rjochte. De sportseal waard brûkt foar gearkomsten en gymnastyk. Op it poadium stienen fjouwer stuollen mei rjochte leuningien op in rychje achter in smelle lessener. Free woe nêst Sootman sitte, mar dy hie oare plannen. Sa gau't er in âld maat seach, gong er bij Free wei as wie er in earm famyljelid.

Free bedarre helendal achteroan oan 'e ein allinne op in stoel. Hij loek syn broek helendal oer de knibbels hinne en tearde syn skonken ûnder de stoel, sadat it fan boppen like as droech er in lange broek. Hij seach hoe't Hattie ek socht om ien dêr't se bij sitte koe. Lang om let gong in oar famke, ek mei in bril, nêst har sitten. Dat oare famke hie útpûljende eagen. Alle kearen as se mei de eagen knipere, like it oft se de binnenkant fan de glêzen wiet makken.

Doe kaam Josie Newinghouse binnenkuierjen. Se rûn wat te laitsjen en te gekjeien mei eigenwiis-útsjende famkes. Se seach him al gau en kaam op him ta. 'No,' sei se, 'ik sjoch datst kommen bist.' Free seach dat de eigenwize famkes har ôffregen mei wa't se stie te praten. Hij krige in kleur. 'Ja, toch wol.'

'Hee, do klinkst net echt gelokkich.'

'Ik tink dat ik mar nei hûs ta gean. Dêr bin ik leaver.'

'Hast de bibleteek boppe al sjoen?'

'Nee.'

'Wachtsje mar datst dy sjoen hast, al dy prachtige boeken.' Se glimke him o sa freonlik ta. Dat kaam him better oan as soms it gefal mei syn mem wie. En fan in famke dat mear fan syn eigen jierren wie.

'Goed.'

'Do fynst aanst wol gau in maatsje. Doe't ik hjir foar it earst wie, koe ik ek gjin sterveling. No haw ik suver tefolle freondinnen.'

Har eigenwize freondinnen begûnen achter de hân wat te kuchen. Josie lei him de hân op it skouder en joech him in hartlik triuwke. Dat wie wer wat syn mem ek dwaan soe, mar it fiede better oan.

'No, ik sjoch dij hjir wolris wer.'

Free krige hast triennen yn 'e eagen. 'Ja, goed.' Hij seach nei wêr't se mei har freondinnen sitten gong. De seal rûn stadich fol. De âldere bern hienen o sa'n wille mei nei elkoar hinne en wer te rinnen.

Der tikke him ien op it skouder dy't him frege plak te meitsjen. It wie in oare earsteklasser mei knickerbockers. Dy woe him foarbij. 'Is de stoel nêst dij frij?'

'Ja.' De earsteklasser gong nêst him sitten. Hij like him ek ferlern te fielen. It wie ien mei steil brún hier dat stiif achteroer boarstele wie. Syn beide lippen krôlen omheech.

'Komst hjir ek út 'e buert?' frege er.

‘Ik kom út Bonnie.’

‘Ik kom út Plato, Súd Dakota.’ Free knikte. Dat wie it plak dêr’t neffens syn heit alle stofstoarmen begûnen.

‘Hoe hjitsto?’

Free sei tsjin him dat er meastal Free neamd waard.

‘Ik hjit fan Roy Fowler. Al neame se mij Birdie.’

Stadichoan fersprate him in fize lucht troch de seal. Dat wie noch slimmer as wannear’t ien it binnenst fan in âld ko iepene hie. Free moast úteinlik de noas tichtknipe.

De lippen fan Birdie krollen gnyskjend om. ‘Jonge, dêr hat ien in kring fan in skeet fleane litten.’ Hij seach Free oan as tocht er dat dy it dien hie.

Free skodholle. ‘Dy’t it it earste rûkt, bij dy kaam it út ’e broek.’

Birdie moast dêr om laitsje. ‘Wat se bij ús sizze is, wa’t it earst seurt, bij him is ’t gebeurd.’

Sootman hie twa rigen foar har in stoel fûn. Hij hearde Free en Birdie praten. Hij draaide him om en sei lûd flûsterjend achter syn hân: ‘Dat is dy binde fan Sioux Center wer. Se ha in stjonkbom ûntploffte litten om it jier goed begjinne te litten.’

‘Gjin wûnder,’ sei Free.

Al gau roeken alle learlingen yn de seal it. De famkes seagen beskamme nei de kant fan de jonges. Guon fan de famkes seagen de jonges lilke oan. Dy laken har gewoan út en heven de hannen om te sizzen dat sij it net dien hienen. In pear jonges makken lipsketen yn de rjochting fan de famkes. De hele seal waard ien en al kabaal. De hurde bakstiennen muorren en it izeren dak wjerkeatsten it lawaai fan alle kanten. It nuvere wie dat Free troch dy stank wat in better gefoel krige oer dy skoalle. Net iderien wie dus sa’n folmakke ingel.

De bern dy’t it tichtst bij de yngong sieten waarden stil. Fuort dêrnei marsjearden de dosinten nei binnen, mei rektor Hedges foaroan en dosint Ralph en twa oare leararen der achteroan. Rektor Hedges die mar twa stappen de seal yn, doe’t er al syn noas en brún snorke oploek. Syn eagen spatten suver direkt fjoer en hij hold in pear stappen wat yn, as woe er it net wier hawwe dat er roek wat er roek. Hij snûfde twa kear, stelde fêst dat it wier wie, en waard doe poerlik en begûn wer flugger te rinnen. Tsjin de tiid dat er it trepke bij it poadium op berikte, drafke er suver.

Ralph roek it ek. Dy koe net beslute oft er laitsje of lilke wurde moast en hij begûn nei in pear stappen wat te gnyskjen. De folgjende dosint wie in lange meagere fint mei in hege smelle holle. Hij rûn wat as in memmepopke. Doe’t de stank syn hege noas trof, begûn er ferbolgen te sjen. Hij besocht om de rook fuort te wuiven. De lêste dosint wie in koart

âldmantsje mei fealbrún hier en healwurge blauwe eagen. Hij kuiere binnen as in brún ferware kôkkacheltsje en lake wat skiepachtich, as hie er ienkear te faak ferlern bij honkbal. Syn âld glimke ferrette net yn it minst dat er de stjonkbom rûkt hie. Mar it wie ek net sa dat er djip yn gedachten wie.

Rektor Hedges stapte rjocht op de walnuten lessener ôf. Syn kollega's strieken op de stuollen achter him del. Hedges griep de lessener mei beide hannen fêst. Syn hannen trillen.

De hele ploech learlingen waard deastil. Hedges seach de learlingen ferwoest op en del oan, as ferwachte er opslach de skuldige te kennen oan it skuldige gesicht. 'Ik sjoch dat we minsken yn ús fermidden ha dy't net fatsoenlik opbrocht binne. Wylst ik tocht hie dat iderien dy't opgroeid is yn in kristlik hûs teminsten wat manieren leard hawwe soe.'

It lytse âldmantsje kaam oerein en kuiere nei rektor Hedges ta en flústere him wat yn 't ear. Doe draaide er him om en gong er wer sitten. Hedges joech in klap op de lessener. 'Brooks tinkt dat it allinne mar in grapmakker is dy't in stjonkbom ploffe litten hat.'

Oan de jongeskant waard wat gniisd. De famkes fronselen. Hedges seach noch in skoftke swart en bedarre doe lang om let. 'No, goed dan, ik ûnderstel dat we it skoaljier dan mar begjinne moatte mei wat we no rûke. Foar dejingen dy't hjir hjoed nij binne, tink ik dat we in pear minsken foarstelle moatte. Earst de leararen - de man oan 'e ein is Peter Brooks.'

It lytse mantsje knikte mei de holle.

'Brooks dosearret Latyn en Dútsk. Foar dejingen fan jimme dy't ûnwennich binne fan de boerepleats, hij ûnderwiist ek Bargelatyn.'

Guon learlingen moasten wat laitsje.

'Brooks is ek ús bibelûnderwizer.'

Opnij bûgde Brooks even dêr't er siet.

'Nêst him sit de favoryt fan de froulju, William Van Rill, ús dosint Ingelsk.' Van Rill bûgde yn syn stoel, en striek mei bleke fingers syn lange swarte hierlok achteroer. 'Fanwege it feit dat jimme âldboerefeinten systematys de Ingelse taal ferminke,' gong rektor Hedges troch, 'hat Van Rill himsels oanbean as frijwilliger om Brooks bij te stean bij it ûnderwizen fan Bargelatyn.'

Van Rill beweegde de hege smelle holle hinne en wer as wearzge er oant yn syn siele fan dat idee.

'Al moat ik jim warskôgje,' sa gong Hedges fierder, 'dat in foldwaande sifer foar Bargelatyn net betsjut dat jim in diploma krije kinne. Aha imja atda egrepenba?'

Free moast laitsje, mar fielde him tagelyk wat ûnnoflik. Hij en syn maten hienen thús wolris Bargelatyn praten as se in smoarch ferhaal

fertelle woenen yn oanwêzigheid fan de lytsere bern. Hij wist ek noch dat er hast sakke wie foar Ingels bij syn steatseksamen. Hij mocht no al net Van Rill syn oanstellerige manieren lije. Dy soe presys bij muoike Karen past hawwe.

‘Dêrnêst sit Gary Ralph, ús nije learaar foar it kommende jier. Hij is krekt ôfstudearre bij Christian College en sil skiednis en maatskippijlear jaan.’ Ralph gong even heal oerein en knikte koart. Dêrbij glied syn sulveren hier nei foaren. Mei in hollebeweging skodde er it wer teplak.

‘En dan bij einsluten iksels, Gary Hedges, rektor. Ik jou wiskunde en natuerkunde. Ik lear de famkes om de boadskippen op te tellen en de jonges om de rinte op har banklieningen te berekkenjen. Ik sil jim ek leare om fan jim arbeider in perpetuum-mobilemasine te meitsjen.’ Hij stoppe even, noch altyd nei de stjonkbom snuvend. ‘En ik soe der noch bij sizze kinne, dat ik as rektor it rjocht ha om út te sykjen wa’t fan ’e moarn jim rûkorgaan geweld oandien hawwe en om har fan skoalle te stjoeren.’

Tsjin dy tiid wienen de learlingen begûn har te ûntspannen. Se laken lûdop. Rektor Hedges wie toch wol aardich geastich. De hele ploech song it folksliet en in gesang. Brooks lies psalm 23 en gong foar yn in koart gebed.

‘Ik ha him thús in kear preekjen heard,’ flústere Birdie tsjin Free, doe’t se de eagen wer iepen dienen.

‘Him? Brooks?’

‘Ja. Hij is bij it seminary ôfstudearre, mar doe’t er gjin inkeld berop krige fan in tsjerke, is er dosint wurden. Syn preken binne ferskuorrend saai.’ Free stoarre omheech nei it lytse mantsje. Der wie wat oan de man dat syn ûnthâld prike. Hij hie syn mem of beppe, hij wist net mear wa, ferskeidene kearen Peter Brooks neamen heard.

‘Do kinst no al fernimme wat we fan him ferwachtsje meie.’

‘It is toch wol in gevoelich man, leau ik grif.’

‘Ja, as in âldwiif.’ Birdie loek de noas omheech. ‘Iksels ha leaver strange leararen. Ik bin hjir kommen om wat te learen.’

‘Wat wolst dan wurde?’

‘Us mem wol dat ik dominy wurd.’

‘Us mem ek.’

‘En wolsto dat wol?’

‘Wit ik net. Miskien wurd ik wol dichter.’

Birdie syn blauwe eagen seagen strak nei Free syn grutte hannen. Syn opkrolle lippen bûgden har yn ’e hoeken yn in wat spottend gnyskjen stadich del. ‘Skriuw-sto-gedich-ten?’

Free mocht dy heechhartige blik net lije. ‘Man, ik skreau al gedichtsjes foardat ik nei skoalle gong. Sels foar de earste klasse.’

Birdie liet Free fernimme dat er him mar in grutte rymkjende lul fûn. Hij skode in pear tombreed bij him wei.

Rektor Hedges draaide him even om nei Ralph om te oerlizzen. Wylst se oan it praten wienen, begûn de hele seal wat te gûnzjen.

Al gau hold Hedges in hân omheech. Hij seach op syn gouden horloazje en stoppe it wer yn syn festjebûse. ‘Goed dan. Even stil graach. Dit is ús earste skoaldei yn in nij gebou, sa’t jim allegear goed witte. It doel hie earst west dat de earwearde Weathers ús dizze moarn tasprekke soe om dy gelegenheid te fieren. Mar spitigernôch is er der noch net. Dat yn pleats dêrfan sille we ús nije dosint, Ralph, freegje om in pear wurden te sprekken.’ Rektor Hedges draaide him om en glimke nei Ralph. ‘Dat is in moaie gelegenheid om him yn te wijen.’ En Hedges rûn nei syn stoel ta.

Ralph skodholle bij himsels. Doe glimke er en gong oerein en stapte nei de lessener. ‘Goed dan, allegearre. No dan,’ en hij griep de rân fan de lessener beet. ‘Ik tink dat we it nije skoaljier mar net begjinne moatte mei in lange saaie taspraak fan mij. Ik leau dat it folle learsumer wêze soe, en miskien noflikker, as ik yn pleats dêrfan jim in ferhaaltsje fertelde. Ferhaalfertellen is noch altyd de bêste manier om wat oer te bringen. Dêrom woe ik ek faak wol dat ik as romanskriuwer geboaren wie.’ Hij spriek mei in heldere libbene stim en hie nocht oan wat er oan it dwaan wie. Bij elke hollebeweging begûn syn sulveren hier nei foaren te gliden. ‘Mar dy jefte ha ik net krigen en ynstee dêrfan bin ik begûn mei de stúdzje fan de skiednis, sadat ik jim it foarnaamste trochjaan kinne soe fan wat oaren fêstlein hawwe yn deiboeken, brieven, offisjele dokuminten en argiven, sok spul. Ik bin op syn bêst inkeld in wer-ferteller fan echte foarfallen, net fan betochte of sels feroarsake foarfallen. Net dat der gjin ferhalen sitte yn de echte skiednis. Feitlik sit de skiednis grôtfol mei dramatise ferhalen.

Yn wêzen kinne jimsels, noch foardat dizze dei foarbij is, spylders wêze yn in dramatys histoarys foarfal. Wat, ikke, sizze jim? Ik ferbûn mei in histoarys barren? Ja, jimme. Tefolle fan ús tinke dat de heldedieden fan grutte helden de iennige saken binne dy’t it wurdich binne om op te tekenjen. Bijgelyks, Horatio syn stânhâlden bij de brêge. Of de moedige striid fan Leonidas en syn trijehûndert Griken om de pas fan Thermopylae te ferdedigjen tsjin de ûnbidige klibers fan it Perzise leger. Dy twa foarfallen wienen fansels belangryk, en se ha miskien de rin fan de skiednis beynfloede.’ Professor Ralph like alle learlingen, ien foar ien, rjocht yn ’e eagen te sjen.

‘Mar harkje ris nei it folgjende ferhaal dat Herodotus opskreaun hat. De hearskjende partij yn Korintië hearde fia in orakel dat der in jonkje yn de stêd geboaren wie dat opgroeie soe om har op in dei te

ferneatigjen. Tsien man waarden útsocht om dat jonkje te finen en te deadzjen. Dy tsien fûnen it hûs dêr't it jonkje wenne. De mem die de doar iepen. Se tocht dat se kommen wienen foar in freonlike besite. Doe't se fregen om it nije berntsje besjen te meien, helle se him fleurich op, tinkend dat se har in komplimintsje jaan woenen. Se joech it jonkje oer oan de man dy't se it bêste koe. No hienen dy tsien man foar de tiid ôfptraat dat wa't it bern fan har oannimme soe, dat dy it dan de harsens te pletter slaan soe tsjin de stiennen flier fan it hûs. Mar ... en harkje no goed nei mij ... mar it kaam sa dat it jonkje wakker waard en lake nei de man dy't it oankrigen hie.

Ja. De man hold him even fêst, en stoarre nei it gesicht fan dat leave berntsje. Huverjend en mei de eagen ticht joech er him doe oan de folgjende. Dy koe him fansels ek net de harsens ynslaan en joech him op syn beurt ek oan de folgjende. En sa fierder de rige bijlâns, oant alle tsien manlju him beetholden hienen en him net fermoardzje kinnen hienen. Se joegen it bern werom oan de mem en gongen fuort. Op 'e weromreis nei it paleis joegen se elkoar allegear de skuld dat se weakhartich west hienen, mar yn 't bysûnder de earste, dy't it bern oannommen hie.'

De seal wie stil. De learlingen seagen allegear ferwûndere omheech nei de sprekker. De trije oare dosinten wienen ek yn 'e ban rekke.

'Tink no even nei. It glimkjen fan in berntsje hat feitlik de rin fan de skiednis feroare. En wa wit, sil ien fan jimme op in dei wat ûnbetsjuttends dwaan, glimkje nei in man foar it rût fan in foarbijridende trein, dy't de presidint blykt te wêzen dy't op dat stuit wat yn 'e lytse loege sit - sadat er troch jim glimkjen wer opfleuret. Of jim helpe miskien in âlde dame bij it oerstekken fan de strjitte, dy't de frou fan deselde bankier blykt te wêzen fan wa't jim letter in liening besykje te krijen om jim koöperative nôtsilo te rêden, dy't oars fallyt giet. Dat, tink net dat jim libben net belangryk wêze kin. Jawis. Jawis kin it dat.' Hij knikte noch ien kear fûl. Syn sulverwyf hier swypke del oer syn eagen. 'Tankewol.'

De learlingen klaptten lûd en lang.

Birdie sei út de sydkant fan syn mûle: 'Hee, dat klinkt net ûnaardich.'

Se mochten de seal ferlitte. Bij it fuortgean krige iderien in roaster foar dy dei. De earsteklassers hienen de earste oere Ingels fan dosint Van Rill, de twadde oere steatsynrjochting fan dosint Ralph, de tredde oere algebra fan dosint Hedges, en de fjirde oere selsstúdzje yn de aula. It middeisskôft duorre fan tolven oant ienen. De fyfde oere wie bibelkennis fan dosint Brooks, Latyn de sechde oere ek bij Brooks, en as lêste noch in stúdzje-oere yn de aula.

Wylst se fan lokaal nei lokaal rûnen, foel it Free op hoe âld de measte earsteklassers wienen, foaral de jonges. Guon fan har wienen minstens santjin. Hij sei dat tsjin Birdie.

‘Jawis. Dit is net de gewoane middelbere skoalle, mar in streekskoalle fan de tsjerke. In soad fan dy keardels ha in oantal jierren op de pleats thús bliuwe moatten, neidat se fan de legere skoalle kommen wienen. Helpe de famylje te ûnderhâlden. Mar doe’t se útfûnen hoe maklik in dominy it hie, feroaren se fan gedachten.’ Birdie gnyske. ‘Do en ik geane nei skoalle mei in stel âld-arbeiders. Dy’t witte wat se wolle en der rjocht op ôf geane.’

‘Hoe âld bisto dan?’

‘Trettjin. En do?’

‘Ik wurd yn jannewaris trettjin.’

Birdie skodholle. ‘Wij krije net folle kâns om bij dy âldkeardels út te blinken.’

Free knikte. ‘It is itselde as honkbalspyljen tsjin folwoeksenen. Se kinne grutte curven smite en in heel stik fierder slaan.’

De skoalbibleteek hie hege ruten op it westen. De glêde boekrêgen - read, blau, griis - glânzgen yn it brede ljocht dat har in hillich oansjen joech. Noch noait yn syn libben hie Free safolle boeken sjoen.

Josie Newinghouse hie tsjinst as bibletekaresse. Sij en in oar famke út ’e heechste klasse, Ada Seaberg, deelden dat baantsje. Josie glimke him bemoedigjend ta doe’t er yn de doar iepening stie.

‘Net ferlegen wêze, Free. Ik sei toch al dat it in baas bibleteek wie?’

‘Binne der boeken bij dy’t ik meinimme mei?’

‘Do meist in roman liene, mar net in neislachwurk. Dy meist hjir allinne yn de stúdzjeseal lêze.’

Free seach even nei in stel famkes dy’t ûnder de hege ruten mei wat jonges sieten te flirten. Hij frege: ‘Kin ik gewoan achter de stekjes rinne en in boek útsykje?’

‘Jawis. En ast fûn hast watst woest, nimst it mei nei mij ta en dan skriu ik foar dij in kaartsje út.’

Free rûn de ferskillende ôfdelings bijlâns: skiednis, poëzij, romans. Der wienen net folle romans bij, en gjin Zane Grey of Harold Bell Wright. Romans fan Thackeray, Dickens en Hawthorne, mar dy seagen der net echt nijsgjirrich út. In bledside fan Thackeray seach der út as in dreech opstel en it praat fan de minsken bij Hawthorne klonk net echt.

Hij stie op it punt om nei de ôfdeling skiednis werom te gean, doe’t in titel syn oandacht loek. Tom Sawyer, in boek dat er al lêzen hie. Ien út in rychje fan trije reade boeken. Free stoarre nei de foto fan de skriuwer, Mark Twain, op it titelblêd. Op in dei, tocht Free, soe er sels in ferneamd skriuwer wêze lykas Twain. Hij keas it boek dêrnêst út, Huckleberry Finn, en lies der wat yn om. It praat bij Mark Twain klonk echt. Krekt sa’t hij en de bern fan de buorlju praten.

‘Wat fûn datst moai fynst?’ frege ien. It wie rektor Hedges, dy’t stilwei achter Free stean gien wie.

‘Ik leau fan wol.’

Hedges seach him even rjocht oan. Syn swarte snorke siet o sa stiif op syn boppelippe. Hij pakte it boek. ‘Twain, hè? Ja, ik ûnderstel dat dat wol bij dij past. Letter, lykwols, ast mei Joseph Conrad begjinst, silst fine dat Mark Twain bernachtich is.’

Free wie wat bang fan de rektor. Dy moarns hie er algebra I klinke litten as in dreech fak. En hij seach der ek wat út as in belangryk man, yn de manier wêrop’t er syn brún hier achteroer skodde, de foarm fan syn skerp brún snorke, de messkerpe tear fan syn brún pak en de perfekte glâns fan syn skuon. En doe, even letter, betocht Free wat it wie. Rektor Hedges like op de foto fan Mark Twain yn presys it boek dat er yn hannen hie. Wat nuver.

‘Mar,’ sei Hedges, ‘gean troch, lês Twain. Dan bist teminsten oan it lêzen en dat is al in stap foarút.’ Hij draaide him om nei Josie. ‘Lit dizze jonge mar raak sneupe. Dat is better as mar wat omhingje.’ Hij seach even de kant út fan it flirtend stel ûnder oan de hege ruten. ‘Oer omhingjen sprutsen ... hè?’

De bern ûnder oan de hege ruten begriepen de wink en loeken har werom yn de stúdzjeseal. Nei skoalle rûn Free nei hûs mei syn nije learboeken en Huckleberry Finn. Hij wist net wat him it gelokkichst makke, de rook en it yn ’e hannen hawwen fan de splinternije learboeken, of it boek fan Twain dat er lêze koe. Dêroan rûke en dêryn lêze wie wat om nei út te sjen dy jûns.

Frou Fish tsjinne in ridlik miel op: kôke bytsjes en jirpels, boerewoarst, slaad mei rjemme en jittik, stevige sjû, bôle, en bûter en jam. Om der smaaak oan te jaan moast Free der wol heel wat sâlt en piper oerhinne struie. De sloppe wite winkelbôle smakke fansels net sa goed as syn mem har eigenbakte bôle. Frou Fish tsjinne thús ynleine wylde appels op as neigesetsje en dy wienen allegear ynoarder. It wie net makik om wylde appels te bedjerren. As drinken krigen se griene tee.

Der sieten fjouwer minsken om tafel, frou Fish, Hattie, John Sootman en hysels. Behalve it ûnophâldlik getsjetter fan Hattie waard der net folle sein. Frou Fish lies út de Bibel en spriek it tankgebed.

Nei iten en neidat Free en Sootman nei har keamer boppe gongen wienen, ferkundige Sootman dat Free letter, as se op bêd gongen, mar oan de muorrekant sliepe moast. Sootman sei dat er net sliepe koe as er opsletten wie; dêr waard er gek fan. No, dat betsjutte dat Free nachts oer him hinne kladderje moast as er op ’e pot moast.

Sootman begûn him kreas te ferklaaien foar it iepeningsfeestje

dy jûns. Hij hie net folle te sizzen wylst er syn boesgroen mei strik oanloek. Hij stie de hele tiid wat yn himsels te gûnzjen. Dat nûnderjen wie in manier om Free te plak te setten.

Free beseftte op 't lêst dat Sootman net mei him sjoen wurde woe op dat feestje. It wie ynoarder om oerdeis mei him nei skoalle te rinnen, want dat wie te ferwachtsjen, mar om mei him op in feestje te ferskinen, dat noait. It nuvere wie dat Free sels ek net mei Hattie op in feestje sjoen wurde woe. Hij frege him ôf hoe't er it hûs útslûpe koe sûnder dat Hattie him fernaam.

Doe't Sootman fuort wie, loek Free de skuon út, gong langút op bêd lizzen en begûn Huckleberry Finn te lêzen. Dat waard al gau nijsgjirrich, wat in opluchting wie, omdat er altyd wat in wjeraksel hie tsjin it begjinnen mei in nij boek. Nei tweintich bledsiden yn it boek lêzen te hawwen, besleat er om net nei it feestje ta te gean. It soe toch al net folle wurdich wêze mei al dy folwoeksen boere-arbeiders dêre. Alde keardels. Sa'n healoare neidat Sootman fuortgien wie, rôp Hattie nei boppen: 'Free? Giest net mei?'

As er antwurd joech, wie er de klos. Se soe him toch beprate om mei te gean. Mûsstil gong er oerein, krige syn skuon fan de flier, stapte yn de kleankast, en loek de doar ticht.

En jawis, Hattie kaam nei boppen en kloppe op 'e doar. Even letter kipe se nei binnen. 'Free? Bist al ... o. Hij is der net.' Se stie even nei te tinken. 'Hoe is er no toch it hûs útkommen sûnder dat ik it fernommen haw?' Even letter gong se wer nei ûnderen.

Free stie stokstiif tusken de hingjende klean. Syn eagen skitteren yn it tsjuster. Hij wist dat er better even wachtsje koe oant se fuort wie, foardat er in beweging makke. As er de flier kreakje liet en se him fûn, soe er dat altyd wer hearre moatte. In pear minuten letter hearde er de miggedoar klappen. Op syn teannen sloep er nei it rût. Aha, dêr gong se. Op it trottoir foege in oar famke har bij har. Hattie hie wierskynlik in oar opbelle en frege om mei te gean. Ferromme gong er wer langút op bêd lizzen en krige syn boek wer op.

Free * 4

Oan de oare kant fan it gongpaad bij de Ingelse les siet in kreas famke. Se wie santjin en hjitte fan Winifred Bonner. Doe't se fan de legere skoalle kaam, wie se fjouwer jier thúsbleaun op in pleats bij Pipestone om har mem yn 'e húshâlding te helpen. It wie de jongste fan it gesin en de iennige dochter. Har fjouwer âldere broers wienen mâl mei har. Se wie deroan wend om op in ûnskuldige manier de hele dei bepopke te

wurden. Doe stoar op in dei har heit, en har mem, sûnder man ferlern op 'e wrâld, besleat de pleats te ferkeapjen en nei de stêd te ferhúzjen. Dat joech Winifred har kâns. Se besleat dat se harsels net kapot wurkje woe foar ien of oare domme boereman om foar har tiid âld te wurden. Neidat se har mem yn har nij hûs ynstalleard hie, besleat se om nei de Western Academy te gean en ôf ûnderwizeres te wurden ôf in dominy as man oan 'e heak te slaan. Net-troude ûnderwizeressen seagen der gauris, oars as de minsken oer har seinen, oer it algemien oant se yn 'e tritich wienen, slank en jongachtich út, en de froulju fan dominys hienen in kâns om der oant yn 'e fjirtich út te sjen as kreaze dames. Winifred wie ûngefear ien meter sechtich lang. Se hie slaggerich kastanjebrún hier dat se as in jonge nei rjochts boarstele hie. Har wangen wienen sa ryp en fol as in pear gouden parren.

Yn 'e jongeskeamer hienen de jonges it altyd oer har. 'Hawwe jim wol sjoen watfoar skonken dat Bonnerfrommes hat?'

'Jawis. Ik soe graach myn hynder ris tusken dy stokken triuwe wolle.'

Free sels tocht oan har as in aardich persoan. Winifred rûn altyd om mei in sereen glimke. Bij har húswurk wie se heel serieus. En se waard net likk as se in grap mei har úthellen.

Fan it begjin ôf behannele se Free as in âldere suster. As se it lokaal ynkaam mei har flugge linige stap hie se altyd in waarme glim foar him oer. As er wat noartsk seach, fleure se him op mei in grapke dat se krekt yn 'e gong heard hie. Ien kear hong se sels oer it gongpaad hinne en streake se him oer it hier, om him wat oan it laitsjen te krijen. Feitlik bestege se mear tiid troch nei Free te sjen en mei him om te gean as mei de oare jonges. En de manier dêr't se dat op die, wie ek net dat se fereale op him wie. It wie gewoan sa dat se him graach lije mocht.

Se makke dat Ingels I út te hâlden wie. En soms holp se him. En hij, tankber, holp har dan soms wer. Hij hie muoite mei it ûntleden fan sinnen, sij mei it begryp fan guon lêsopdrachten. God hie har de jefte jûn om te witten hoe't jo jo útdrukke moasten; en God hie him it talint skonken om op de ien of oare manier in ferhaalline folgje te kinnen, hoe betiisd in alinea soms ek ynelkoar siet.

Dy ferdomde grammatika wie echt in lêst. In troch âlde skoaljuffrouwen betochte straf. Op in dei sei Van Rill tsjin Free foar de hele klasse dat er him al lang nei de bargetrôgen weromstjoerd hie, as er net sa goed mei begryp lêze koe.

'Jonge,' makke er him likk mei syn hege lichte stim, 'do hast helendal gjin harsens as it oer grammatika giet. Do kinst in sin net better ûntlede as Sam Ruffman, en dat seit wat.' Sawol Free as Sam Ruffman krigen in kop as fjoer. Winifred stiek de hân omheech.

‘Ja, juffer Bonner?’

Glimkjend op de manier dy’t Van Rill net wjerstean koe, frege se: ‘As jo gewoan mei jo frou sitte te praten, binne jo jo der dan al dwaande fan bewust hoe’t elke sin ûntleed wurde moat? Of prate jo dan mar gewoan sûnder dêroer nei te tinken?’

De hele klasse hold de siken yn. Dy Winifred. Sij allinne hie de moed om sa’n fraach te stellen. Van Rill fage in túchje fan de omslach fan syn netsjese grize pak. ‘Goed opmurken, juffer Bonner. Nee, ik tink net bewust nei oer de struktuer fan myn sinnen as ik mei myn dierbere frou sit te praten. En dat doch ik net, omdat ik fan tefoaren sa oefene haw dat ik gewoan natuerlik mei har prate kin sûnder deroer nei te tinken, sa’t jo it útdrukke. It hat wol wat fan honkbal. Bij it oefenjen leare jo de dingen goed te dwaan, hoe’t jo stean moatte mei it slachhout, bij it smiten, bij it fjildspyljen. Mar bij in echte wedstryd ferjitte jo alles en spylje jo gewoan.’

Op syn achterste bank siet Birdie ferrast te sjen. Van Rill wist wat fan honkbal ôf? Birdie beskôge himsels as in mooglike honkbalstjer. Hij hie Free in pear kear ferteld dat, as er net in goede dominy wurde koe, hij dan de bêste koarte stop wurde soe dy’t der oait west hie. Van Rill heinde syn blik op. ‘Jaja, ik wit it wol. Mei myn ûnhandich liif sjoch ik der amper út as in kandidaat foar it panteon fan de honkbalhelden. Mar doe’t ik in jongkeardel wie, ûngefear sa âld as jo binne, Fowler, droomde ik derfan om in twadde Christy Mathewson te wurden.’

De oare deis, bij it lêzen fan De Keapman fan Veneesje, stroffele de klasse oer in drege passazje yn bedriuw ien, sêne ien. “Thanks, i’ faith; for silence is only commendable/In a neat’s tongue dried and a maid not vendible.” Van Rill frege frijwilligers om dat út te lizzen. Free foel it wurd ‘neat’ op. Op in wiete moarn smaarde syn heit faak syn skuon tsjin wetter yn mei in finger fet út in rûn blikje Rime Neat’s-foot Compound. Op it lid fan it rûne blikje stie in plaatsje fan in ko. Alfred hie in kear sein dat neat’s-foot makke waard troch de poaten fan slachte fee te sieden en dêr dan learfet fan te meitsjen, dat folle better wie as carteroalje. It wurd ‘neat’ hie dus wat mei kij te krijen. En de útdrukking ‘maid not vendible’ moast wol te krijen hawwe mei ien as muoike Karen. Free syn brein klikte even en doe hie er it. Hij stiek de hân omheech.

‘Sjoch ris oan, ús tekst-en-útlisman liket in ferklearring te hawwen. Ja, jongehear Alfredson?’ Achteryn moast Birdie gnyskje.

‘No, no,’ bekiibe Van Rill him, ‘lit ús earst Alfredson syn ferklearring hearre foardat wij him begjinne te bespotten. Lit mar hearre, Free.’

Free sei fuort: ‘Omdat stilte in âldfaam past, en in tonge fan in deade ko net âlje kin, betsjut de passazje dat der behalve foar droege soerprommen gjin kwea stekt yn praten.’

Van Rill skuorde syn brune eagen wiid iepen. ‘Hee! Dat is presys wat dy passaaasje betsjut. Heel goed, Free.’ Doe glimke er op in manier dy’t bedoeld wie as treurich. ‘Jim sjogge no wol, dat ik dy jonge dêrom net nei it bargehok weromstjoere kin. Hij is gewoan abnormaal as it derom giet om út te finen wat in stik tekst betsjut.’ Hij stiek de lippen wat foarút. ‘Ik moat allinne even in manier betinke om wat grammatika yn dy holle fan him te stampen. Hij moat foar Ingels I rêden wurde. En dêr sil ik foar soargje.’

Op in wykein reinde it in kear fûl, dat Free koe net nei hûs. De hele sneon siet er yn syn keamer Zane Grey te lêzen, The U.P. Trail, dat er yn in hûs fierderop fûn hie.

De loft skjinne de sneintemiddeis op en de jûns, tsjin de tiid dat de tsjerke útkaaam, wienen de trottoirs sa droech wurden dat de jongelju de haadstrjitte op en del paradearje koenen. Sootman bleau ek it wykein oer. Syn wenstich maatsje, Orrie Overslough, de soan fan de feedokter nêst har, wie ferkâlden, dat sa sûnder selskip woe er op in sneinte jûn Free de nijsgjirrige plakjes fan Hello wol sjen litte.

Sootman wist wêr’t guon fan de wyldere stedjonges úthongen. Dat wie achter de middelbere skoalle, bij de rûne buis fan de brânglydsbaan. Ticht bij de grûn flakke de buis ôf om de feart te brekken fan ien dy’t dêr bij del slydske. Dat wie in perfekt plakje om mei in famke te frijen. ‘Bij nacht kin gjinien dij dêr sjen,’ sei Sootman. ‘Ast oan ’e ein ta trochgean wolst.’

Se troffen fjouwer learlingen oan fan de iepenbiere skoalle, dy’t bij de mûning fan de buis op it gers sieten, twa jonges en twa famkes. De strjitlampe op ’e hoeke fan de oare kant wie krekt helder genôch om de wangbonken fan de fjouwer útkomme te litten. De oranje buis gloeide donkerread achter harren.

Sootman flústere dat ien fan de jonges Art Cruellen wie. Der waard fan Art Cruellen sein dat er noch gekker op maagden wie as op hynsteriden. Cruellen sels hie wolris sein dat er in âlderwetse bikkelhurde pionier wie dy’t graach nij gebiet tagonklik makke. Hij hie in swier kin, in lange noas, en donker hier mei in skieding yn ’e midden. Syn ljochtgrize eagen wienen glinsterjend fochtich. Hij wie lang, mei lange fingers en grutte fuotten. Hij droech graach in broek mei wide boksen en hij wie de homerunkening fan it honkbalteam fan syn skoalle. Hij mocht der net oer dat Sootman en Free bij him omhongen en makke in beweging as woe er oerein en har fuortjeie. Free moast oan syn heit syn jaloerse bolle thús tinke.

Sootman fernaam dy beweging. Hij gong hoeden sa’n seis meter fierderop sitten. Free striek ek fol respekt in eintsje fierderop del. Cruellen

prate it measte. De oare jonge wie Cyril Sweep, de koartstopper fan syn skoalle. Sweep moast hieltyd laitsje om Cruellen syn opmerkings en stelde him oer it algemien healwiis oan. De famkes sieten wat fansiden fan de jonges wat oan it gers te plôkjen. No en dan smieten se in gerske ien kant út. Op 't lêst naam de stim fan Cruellen de djippe bassige spinnende toan oan fan in boarre. 'Toe no, Angie. Klim mei mij yn de brânbuis en tútsjeboartsje even mei mij. Dat docht dij net sear en ik wit datst it lekker fynst.'

Angie sei sunich: 'O, Art, dat kin ik net.' Se hie lang ljocht hier en de manieren fan in sachtaardige suster.

Cruellen seach Sweep even fûl oan. 'Cyril, wêrom giest net even mei Jeannette in eintsje te kuierjen?'

Sweep sei: 'Mar ik tocht dat wij -'

'Ik sei, gean te kuierjen mei Jeannette.'

Jeannette liet har hearre. 'Mar miskien wol ik net te kuierjen.'

'No dan, wolsto dan mei mij yn 'e buis krûpe? Der bestiet gjin grutter nocht as in pear kear te kopulearjen.'

'Hoepelje op, ju.'

Cruellen griep Jeannette bij har riem beet en skodde har hinne en wer. 'Kuierje do, en bedjer de boel hjir net.'

Jeannette skuorde har los. 'Angie, gean mei nei hûs. Foar't it te let is.'

Angie plôke oan in nij gerske. 'Ja. Ik wit wol wat er fan doel is.'

Jeanette sei: 'No, giest mei?'

Angie smiet it gerske fuort. 'O, ik wit net wat ik dwaan moat.'

Cruellen sloech har de earm om de mul en lei har sacht de hân op har boarst. 'Och, toe no, skatsje, do hâldst toch wol in bytsje fan mij, no?'

'O, Art, as ik der mar wis fan wêze koe datst mij nei de tiid net as in kâlde jirpel falle litst.'

'Och leave,' sei Cruellen, 'do moatst dij oer sokke dingen gjin soargen meitsje. Fan 'e jûn is fan 'e jûn, en lit ús dêroan tinke.'

Sweep sloech Jeanette de earm om 'e mul. 'Skat - ?' Jeannette treau de earm fan har rêch as wie it in omslachdoek. 'Hâld op.'

Cruellen sei: 'Cyril. Fuort do. En nim dy opdroege soere augurk mei.'

Sweep sprong oerein. 'Doch ik, Art. Kom op, Jeannette.'

Dy sprong ek oerein, mar om in oare reden. 'Giest mei, Angie?'

Cruellen sei wer, mei huningswiete baritonstim: 'Do meist mij toch wol lije, Angie?'

'Ja. Dat doch ik. Fergemy.'

Jeannette har donkere jurk slingere har om de kûten. 'Komst, Angie?'

‘Ik wit net wat ik dwaan moat,’ flústere dy bij harsels.

‘No, sykje it dan mar út. Ik gean fuort.’ Jeannette draaide har om en rûn fuort. Sweep stie even yn bestân. Hij seach nei Cruellen, doe nei syn kûntsjedraaiende walgjende Jeannette.

Cruellen wiisde. ‘Fuort.’ En Sweep drafke achter Jeannette oan. Free en Sootman negearjend gong Cruellen op knibbels sitten. ‘Kom, leave, klim mei mij yn ús rûne breidssuite.’

‘Do nuvere gek.’

‘Gjinien kin ús dêr sjen. It is dêr feilich.’

Angie skuorde it lêste gerske ôf. ‘O, no goed dan. Al wit ik net oft ik dat wol dwaan moat.’

‘Kom no mar.’

De twa klommen yn de iepening fan de brede oranje buis. Dy wie krekt breed genôch om der nêst elkoar yn te lizzen. Der klonk in gelûd fan stompen en wat gewraksel. Angie sei ferskillende kearen ‘Net dwaan.’ En eventsjes like se har stevich te fersetten. ‘Hâld dêr mei op, Art.’

‘Och, leave toch.’

‘Ik sei, hâld dêrmei op.’

Der wie in lûd fan noch mear gewraksel en stjitten tsjin de plaatizeren kant fan de buis. Op ’t lêst hie Cruellen syn nocht fan har ôfhâlden. Syn djippe basstim galme yn ’e buis as in misthoarn. ‘Ferdomme, Angie, do moatst it toch in kear kwytreitsje. Wêrom net oan in deskundige? Sa’t ik it doch, sil it dij net mear sear dwaan as in goed guorreldrunkje. En nei in pear kear begjint it o sa lekker te fielen. Silst der noait spyt fan krije datst mei mij kopulearrest. De rest fan dyn libben silst mij der tankber foar wêze dat ik dij de hearlikste wille leard ha dy’t in minske diskant de himel ha kin. Ast ienris oan myn grammatika wend bist, silst it elke dei dwaan wolle.’

It wie in heel skoft stil.

‘Toe no, skat. Dyn huningpotsje fielt sa swiet en glêd.’

‘No, ast it dan wolst. Mar jou mij gjin baby.’

‘Gjin soargen; ik wit wol wat ik mei dy smurry dwaan moat.’ Der klonk noch wat gerissel, almeast fan klean en fan wat dat like op in knappen fan ilestyk.

‘O Art, wês asjeblyft leaf foar mij. Oôôô.’

Cruellen sei mei ferstikte lege stim. ‘Ik sil leaf wêze, skat, wês mar net bang.’

Nei in pear tellen mompele er: ‘God noch ta, do bist in goeien. Ik wist ek wol datst dat wiest.’

Sootman sprong oerein. ‘Kom op, hjir kin ik net oer.’ Free hie ek al in treurich gefoel yn ’e mage. Hij wie bliid fuort te kinnen.

It wie ien ding dat Gertie Young sneins thús mei har broers boarte, wylst har folk yn tsjerke siet, mar dat Cruellen dat ek echt mei Angie die, dat wie wat oars. Cruellen en Angie wienen âld genôch om te trouwen. Wat er niis heard hie, kaam hieltyd bij him sa dúdlik werom as waard der hieltyd wer in plaat op syn heit syn Edisonfonograaf spile. Hij frege him ôf hoe't it foar Art Cruellen fielde om him deryn te stekken, en foar Angie om him deryn te krijen. De minsken wienen der wol echt gleon op om te kopulearjen. Op in dei soe er op de ien of oare manier útfine hoe't dat wie.

Sootman ûntdiek twa famkes dy't foar har út rûnen. 'Hee, is dat net Tena Brunstein?'

'Ja.' Free syn hart sloech oer. 'Mei Winifred Bonner.'

'Man, dy Tena, dat is in famke dat ik graach lije mei. Sij is âlder as de oaren fan jim earste klasse. Dy past aardich bij mij.'

Free knikte. Tena en Winifred wienen de twa âldste famkes yn syn klasse. Tena wie krekt as Winifred thúsbleaun om fjouwer jier lang foar har famylje te wurkjen.

'Harkris, se binne ûnderweis nei Tena har hûs. Dy wennet oan de oare kant fan it terrein fan de iepenbiere skoalle dêre. As we it honkbalfjild oerstekke kinne we har tsjin it liif rinne foardat se dêr binne.'

Free loek syn broek wat omheech. 'Miskien moatte we mar nei hûs ta. Ik moat myn Latyn noch leare.'

'Kom op. Ik wol Tena even tsjin it liif rinne.'

'No ...'

Sootman sei: 'Ast sjoen hast wat ik mei Tena doch, kinst itselde mei Winifred dwaan.'

'Do bedoelst, om mei har te kopulearjen?'

Sootman gniisde. 'Nee, dat net, sûch.'

'No, ik woe krekt sizze. Winifred is in aardich famke.'

'Ja, dat koe minder.'

'Koe minder? It is it moaste famke dat ik oait sjoen haw.'

Se kamen de twa famkes tsjin krekt doe't dy op it punt stienen it paad fan de Brunsteins op te draaien. De famkes fleuren op doe't se har seagen. Der wienen toch noch wat jonges oer. Winifred lake har wenstige aardige laits. Har flugge kwike stap fertrage. Tena, dy't faak prule, wie ynienen ien en al blierens, en se begûn wat koket te dwaan.

'Let no goed op,' flústere Sootman. Hij bearde dat er har net sjoen hie, en draaide de holle om as harke er o sa krekt nei wat Free sei. Sootman rûn oan Tena har kant fan it trottoir en rjocht op har ôf. Mar op it lêste momint, sabeare om net tsjin har oan te botsen, stiek er de hannen nei foaren, en drukte mei sin per ûngelok syn hannen fol op har boarsten.

‘Oe, ferhip, Tena. Ik hie dij net sjoen.’

Free wie ûndertusken stilstean bleaun foar Winifred.

‘Dat diest mei sin, John Sootman,’ rôp Tena, tagelyk boazich en op ’t skik. ‘Ik ken dij wol, hear.’

Sootman lake fleurich fan ‘haha’. Tena woe him in reis ferkeapje mar miste. ‘Ik krij dij noch wolris, jonkje. Do bist in fiislak.’

Winifred sei: ‘Wêrom bist net in kear in keardel troch har gewoan om in ôfspraakje te freegjen, John? Yn pleats fan sa’n healwize jongesgrap út te heven?’

Free sei ek: ‘Ja John, wêrom net? Art Cruellen wie ek net bang om Angie te freegjen om wat er woe.’

Dat stie Sootman net oan. Hij smiet syn hierlok mei in ruk achteroer en seach Free spotsk op en del oan. ‘Wêrom fregesto sels Winifred net, omdatst fynst dat sij it moaiste famke fan ’e wrâld is?’

Free krige in kaam.

Winifred glimke. ‘Hat er dat echt sein?’

Sootman lake even as in wezeling. ‘Jawis. Spitich dat er gjin keardel genôch is om dêr in ferfolch oan te jaan.’

Winifred har gesicht beloek. ‘Dat wie net sa aardich.’

‘Do soest him ris bleat sjen moatte,’ sei Sootman. ‘Man, hij hat noch net iens hier ûnder syn earmsholten.’

Tena sei: ‘Sjochst no wol, do bist echt in fiislak.’

Free waard wat lilik. ‘Sootman, ik ha miskien dan wol noch gjin hier op alle plakken dêr’t it heart, mar ien ding kin ik wol. Ik kin dij wol hawwe, op elk momint.’

Sootman gnyske. ‘Ja, do grut út ’e krachten groeid lûkhynder, do soest in drafhynderke wol oankinne, h’n?’

‘Hee, wat makket gruttens foar ferskil, ast net drave wolst?’

Winifred moast laitsje. ‘Dat kin er net wikselje, Free.’

Sa oanfitere sei Free: ‘As ik dij wie, soe ik mij mar stilhâlde, Sootman. Nodatsto algebra oerdwaan moatten hast, wylst ik de earste kear slagge bin.’

‘Goed dan,’ sei Sootman, ‘asto safolle knapper bist as ik, lit mij dan ris sjen hoest Winifred om in ôfspraakje fregest. Want ik freegje Tena hjirre. Opslach. Wat seiste, Tena?’

Tena knippere mei de eagen. Har prûljen feroare yn in ferbaasd glimkjen. ‘No, dat wit ik no net, John. Ik wol earst even sjen wat Winifred seit.’ Dy lake Free even wat frjemd ta.

Yn syn holle hearde Free hoe’t Art Cruellen it yn de brânbuis mei dy earme Angie dien hie. Iderien like it te dwaan. Of deroan te tinken.

Sootman narre him. ‘Dat doarst net heal, Alfredson.’

Wat him doe út syn mûle rûgele, ferbaasde himsels. ‘Winifred, wolst mei mij kopulearje?’

Tena hold de siken yn. Sootman stie him oan te gapjen.

Op Winifred har gesicht ferskynde de alderaardichste, leafste, en meast meifielende glim dy’t Free oait yn syn libben sjoen hie, sa’nien dêr’t sels syn mem him noch noait mei oansjoen hie. Har glimkjen wie as seach er yn har binnenst. Se lei de hân op syn earm en joech him in knypke. ‘Dat is heel leaf fan dij, Free. Mar witste, do bist eigenlijk wat te jong foar mij. Dat, wolst it mij ferjaan as ik sis fan no noch net?’

Har ferjaan? God. As hij it eigenlijk sels wêze moast dy’t har om ferjouwing freegje moast? En dan dy ferdomde goare Art Cruellen, dy’t him om te begjinnen dy wurden yn ’e mûle lein hie. Free fiede him aaklik. Wat hie er in freeslike ezel fan himsels makke. Mei in smoarde gjalp draaide er him mei in ruk om en draafde nei hûs, nei frou Fish.

‘Free,’ rôp Winifred him achternei. ‘It is wol goed, hear. Ik begryp it wol.’

Tena wie noch ferbolgen. ‘Lit dy fiislak mar gean.’

Free moast al drafkjend gûle. Der kamen fuotstappen achter him oan. It wie Sootman. ‘Wêrom sa’n haast? Wacht even. De wrâld bestiet noch, witste.’

‘Nee.’

Sootman griep him bij de earm. ‘Wachtsje. Ik bin noch altyd dyn keamergenoat en ha gjin probleem mei watst dien hast. Wij dogge allegear wolris wat stom.’

Free rûn stadiger. Omdat er net woe dat Sootman him gûlen seach, slokte er hieltyd syn snikken fuort.

Se rûnen tegearre in strjitte fierder en doe sei Sootman: ‘No ja, hoe dan ek, ik ha einliks myn sin krigen. Ik ha al lang Tena har titsjes fiele wollen en fan ’e jûn krige ik einliks de kâns. Mmm-hm. Moai en stevich en fol.’

Doe’t se thúskamen, wie it hûs fol mei de famylje Fish. Alle troude soannen fan frou Fish en har froulju en bern wienen nei tsjerkstiid lânskommen foar in kopke tee. De wenkeamer en moaie keamer dêrnêst sieten grôtfol mei skommelstoelwippende bleke froulju en meagere reafallige manlju. Allegear hienen se it drok mei teedrinken en op sûkerbakken mei boerebûter te kôgjen. De Fishmannen liken allegear opelkoar. Se skaaiden út nei har mem. Gjinen hie de pappegaaie-ûlenoas fan Hattie.

Free en Sootman sochten mei muoite in paad nei de trepsdoar. ‘Wêrom sa’n haast?’ rôp Hattie har nei. ‘Wolle jim gjin kop tee?’

Sootman wifke. ‘Is it hjir net wat te fol?’

‘Der is altyd plak foar twa mear.’

‘Goed dan.’

Hattie gong har foar nei de keuken. Dy siet fol mei koekjegnobjende bern. Frou Fish wie dwaande farske tee te setten. Se draaide har bij de kachel om en seach har wurch en freonlik glimkjend oan. Al joech dat in hele drokte, se fûn it moai dat har soannen mei de famylje nei tsjerkstiid delkommen wienen. Hattie geat foar Free en Sootman elk wat gleone griene tee yn in fyn kopke.

In binde blonde frisseltsjes en pispotkapseltsjes krioeler op 'e grûn om. Oeral knarsten sûker en krommels. Der wienen gjin stuollen foar har en Free en Sootman moasten romte skjinfeie op de griene linoaleumflier, foardat se op knibbels bij de tafel sitte koenen.

Sootman blaasde yn syn dampende tee. ‘Fffff, dy is gleon. No, ik wit dat it net sa heart, mar ik tink dat we ’t yn it pantsje jitte moatte.’ Glimkjend om syn eigen humor geat er wat tee yn syn pantsje. Hij brocht it pantsje stylfol tusken trije fingers balansearjend nei syn lippen, de wiisfinger boppe en de tomme en lange finger derachter. ‘Aaa, hearlik.’

Free die him dat foar de grap nei. Hij soe krekt in swolchje nimme, doe’t er ien fan frou Fish har soannen yn de oare keamer sizzen hearde: ‘Toe mar Minnie, jou mar ta, do bist gewoan dik.’ Free wachte even, mei it teepantsje tsjin de lippen.

Skoandochter Minnie sei: ‘Harry Fish, do witst heel goed wêrom’t ik swierder wurden bin. Ik bin yn ferwachting.’

‘Ferwachting, wat soe ’t,’ grânzge Harry Fish. ‘It is noch net grutter yn dij as in jong katsje. Bist gewoan dik.’

Free barste yn laitsjen út en pûste de griene tee út syn pantsje wei. Tee sproeide út it pantsje wei oer de bern om 'e tafel hinne.

Sootman barste ek yn laitsjen út. Mar hij wie wol sa skrandere om earst syn pantsje sakje te litten. In skerpe stim achter Free sei: ‘Wat in manieren ha de bern fan guon minsken.’ Dat wie Gert Fish, de oare dochter, dy’t krekt thús wie fan it wurk yn it kafee fan Jensen. Se hie it figuer fan in brúnhierrich popke. Se wie achter yn de tweintich en hie de eagen fan in ûngelokkich âldfaam. Se koe der net oer dat har mem kostgongers hie.

Free fiede him twaris besamme. Earst dy blunder mei Winifred; no dat tee oer iderien hinne pûsten.

‘Och, Gert, kom no ju,’ sei Sootman. ‘Asto heard hiest wat dyn broer krekt sei, dan hiest ek oer iderien hinne spoeid.’

‘Minsken mei manieren drinke net út pantsjes.’

‘Mar dat dienen we allinne mar as grapke.’

‘Kin mij neat skele. It bliuwt wier.’

Free sette it pantsje del en gong oerein. Mei betrienne eagen, sadat er amper sjen koe, rûn er op teannen troch de bern hinne dy’t oeral oer

de grûn kroepen, die de trepsdoar hoeden tsjin har lichemkes iepen en rûn nei boppen.

‘Sjochst no wol,’ sei Sootman, ‘no hast him kwetst.’

‘Kin mij neat skele. Ik mocht him fuort al net lije.’

Free klaaide him yn it tsjuster út en hong syn klean op. Hij flijde syn hoazzen oer syn skuon ûnder it bêd, sadat er se de moarns fine koe. Hij glied tusken de lekkens en gong fier oan syn kant lizzen.

Wat hie er stom west. God noch ta.

Letter hearde er de besite fuortgean. De froulju rôpen de bern bijelkoar en de manlju betanken har mem foar de tee en de bakken. Al gau rieden sawol hynder-en-buggy as Fordsjes nei it plattelân werom. Ynienen wie it stil yn 'e hûs. Free lei o sa stil op bêd.

Al gau hearde er Sootman ûnder him laitsjen. Hij tilde de holle fan it kessen en harke. Hij koe him dúdlik troch it skoarstienroaster praten hearre.

‘Ja,’ sei Sootman, ‘hij is noch sa grien as gers. Wat er der net allegear útflapt.’

‘No, hij makket mij senuwachtich,’ sei Gert Fish. ‘En ûnhandich? As er troch it hûs stampet, dan trilje ús moaie boarden op de planken. Hij hat de grutste fuotten dy’t ik oait sjoen haw.’

Frou Fish sei kalm: ‘It is noch mar in jonge, Gertrude.’

‘Kin mij neat skele. Jonges op dy leeftyd wurd ik raar fan. Al dy fize oanwensten dy’t se krekt begjinne te learen.’

Sootman moast laitsje. ‘Hoe wistst dat no, Gert?’

‘Kin mij niks skele.’

‘Ik nim oan datst leaver jonges fan om de tritich hast?’

‘Sootman, do bist sels amper droech achter de earen, dat ik soe mar net sa lûd roppe, as ik dij wie.’

‘No no,’ sei frou Fish, ‘Free is noch mar in jonge.’

Hattie sei: ‘En ik mei Free graach lije.’

‘No, moai foar dij,’ sei Gert bitsich. ‘Der moat toch ien foar him opkomme.’

Sootman moast wer laitsje. Hij moast ergens oan tinke. Gert frege: ‘Wêr lakest no wer om?’

‘Ik tink dat er dy fize oanwensten no wol hast ûntgroeid is,’ sei Sootman. ‘Jim hienen ris hearre moatten wat er Winifred Bonner fan 'e jûn frege hat.’

‘Wêrom? Wat hat er dan tsjin har sein?’ frege Hattie, oergeunstich. Sootman moast laitsje.

‘Wat hat er dan tsjin Winifred sein?’ ferge Hattie him.

‘Hij frege har om mei him te kopulearjen.’

‘Hij wat?’ rôp Gert út. ‘Nee toch.’

‘It is stjerrende wier.’

‘Nee, dat seist mar.’

‘Ja, dat sei er echt.’

Hattie sei: ‘Wat hat er har no krekt frege, Sootman?’

Sootman sei: ‘Winifred, wolst mei mij kopulearje?’

‘Jezus noch ta!’ rôp Gert.

Hattie sei: ‘Ik freegje mij ôf wêrom’t er har leaver hat as mij. Se kin net iens sjonge. Wylst ik bij de Apollo Club bin.’

‘Jezus noch ta,’ sei Gert wer.

Hattie kaam wer foar Free op. ‘Miskien woe er allinne mar mei har syn Latyn leare.’

Sootman moast laitsje. ‘Net neidat er heard hie hoe’t Art Cruellen mei Angie Westrum kopulearde yn de brânbuis fan de middelbere skoalle dêr.’

‘Walchlik.’ Gert sprong oerein en begûn hinne en wer te rinnen. Doe frege se even letter wer: ‘Hij hat dat net echt sein, hè?’

‘Stjerrende wier.’

‘Dat is skandlik.’

Wylst er hieltyd slimmer skokt harke nei wat dy ferrieder Sootman har fertelde, krige Free oer syn hele lea einepikefel fan skamte. Ja, it wie echt skandlik. Syn mem soe him ferstjitte as se dat oait te witten kaam. En syn heit? Dy soe him sûnder iten op bêd stjoere. Hij huvere. En huvere wer. Dat huverjen kaam út it middenst fan syn búk. It wie krekt as ringen op it wetter nei in stien.

Hij moast krôkje. Dat kaam him troch de noas as de rook fan âlde rûchte op in sleatskant nêst de dyk. Dat wie de griene tee. Hij soe de oare moarns bij it breiten de famylje Fish noait ûnder eagen komme kinne. Of sels de hele skoalle. Want Hattie soe dat sa wis as wat oan iderien trochferklikke.

‘O, hie ik dat mar net tsjin Winifred sein. Hie ’k mij mar de toet holden.’

Hij hearde ûnder wer laitsjen.

‘O God,’ kreunde er. En doe, deaûngelokkich, tinkend oan wat syn mem wollen hie dat er dwaan soe, liet er him stadich fan bêd rôlje en sakke er op knibbels en liet de holle op syn hannen leune op it bêd. ‘O himelske Heit, as it al mooglik is, lit dy beker mij foarbijgean. Mar net myn wil, mar Jo wil moat dien wurde.’ Wylst er yn it ûnderste bêdlekken flûstere, besefte in part fan him dat er einliks echt oan it bidden wie, echt. Hij fiede hoe’t syn geast nei in hegere geast rikte. ‘Ja, o Heare, sa’t Jo wolle, mar toch, o asjeblyft, wiskje dizze sûnde fan mij út har ûnthâld dêrûnder. Mei it lykje dat se dat noait heard hawwe. En asjeblyft, o Heare, wiskje it ek út myn ûnthâld. Want dat is noch it

slimste fan de twa. Sadat it wêze sil as wie it noait bard. Dizze iene kear allinne mar, ferjou mij asjeblyft dizze iene grutte sûnde. Yn Jezus syn namme. Amen.’

Stadich en from kroep er wer op bêd.

Gert en Hattie wienen de oare moarns beide al fuort doe’t Free en Sootman ûnder kamen foar it breaiten. Frou Fish die krekt as altyd tsjin him, kalm, wurch. De hele tiid bij de bakte aaien en de hjouwarmout wie it sa itselde as elke oare moarn, dat Free him ôf begûn te freegjen oft de foarrige jûn wol echt pleatsfûn hie.

Frou Fish joech him middeisiten mei, want moandeis himmele se soms bij in sike buorfrou.

Doe’t Winifred útfûn dat Free iten meinommen hie, frege se him oft er it middeisiten mei har opite woe yn it net ôfwurke lokaal op de boppeste ferdjipping. It wie nei Ingels I en se stienen yn de gong wylst iderien har foarbijstode nei de folgjende les.

Free frege: ‘Mar is dat lokaal dan net op slot?’

‘Ssst,’ glimke Winifred. ‘Ik wit wêr’t de Apollo Club de kaai bewarret. Foar as se dêr oefenje.’

Hij hold fan hoe’t se har kastanjebrún hier fan har foarholle kjimde, en hoe’t se op har teannen stean gong as se prate. Se hie allinne mar it goede mei him foar.

‘Goed dan.’

‘Do seachst fan ’e moarn sa swart bij Ingelsk.’

‘Der is neat te rêden, hear.’

Nei de folgjende les moast er even nei ûnderen nei it jongestoilet. Wer nei boppen fleach er mei trije treden tagelyk bij de sierbetonnen trep op. Mei ien lêste lange sprong kaam er op de boppeste tree telâne en soe fierder fleane, doe’t er ien syn kiel skraabjen hearde. Him omkearend seach er rektor Hedges yn de doar fan it wiskundelokaal stean.

‘Wacht even, jongeman.’

‘Ja, menear?’

‘Kom hjir ris even.’

Hie Hedges heard oer wat er Winifred frege hie? Free rûn nei him ta.

‘Ja?’

‘Hat jim mem dij leard om mei trije treden tagelyk omheech te draven?’

‘Nee.’ Free pakte syn boeken mei de oare hân fêst.

‘Wêrom dan hjir wol mei trije tagelyk?’

‘Ik hie haast. Ik moat nei de folgjende les.’

‘Dat is gjin ekskus om te dwaan as wiest in berchgeit. No, lit ris sjen

datst dy trep delrinne kinst as in jong hearke.’ Oare bern stienen te sjen. Free waard der wat lilik fan dat er sa it goede foarbyld jaan moast. Mar hij besleat om it mar te dwaan. Mei soarch rûn er de treden ien foar ien del. Dat wie sjenant. Mar toch wie er bliid dat er net straft waard foar dat oare gefal mei Winifred.

‘No, ik sjoch datst elke tree delrinne kinst, ast dij dêrta setst. Besykje no ris om de trep op te rinnen.’

Free rûn sa nonsjalant en gewoan as mar koe de trep op, ien tree tagelyk.

‘No, Alfredson, do hast elke tree brûkt, sjoch ik. Moai sa. En nodatst witst dat der gjin treden misse, dat de arsjitekt se allegear pleatst hat dêr’t se hearre, sille wij ris sjen oftsto se hjirnei ek brûke wolst. Allegear. Ofpraat?’

‘Ja, menear.’

‘As in hear. Net as in berchgeit.’

‘Ja, menear.’

De bern moasten laitsje. Hedges draaide him om en seach de lakers swart oan. ‘Alfredson hat teminsten de pit om se mei trije tagelyk te nimmen. Hoe sit dat mei jimme?’ De lakers sloepen fuort.

Dy middeis gong Free nei de doar fan it net ôfmakke lokaal. Losjeswei draaide er de brune doarknop om sûnder te ferwachtsjen dat de doar los wie. Mar dat wie er wol. Hij stapte nei binnen. Syn flugge each heinde in sylhûet op foar it rût op it noarden.

‘Hee, do bist betiid.’

‘Hoi. Ja. Ik wie dij foar bij de trep op,’ sei Winifred.

It lokaal wie leech. De muorren en it plafond wienen noch ûnbeplestere, en de latsjes wienen noch sichtber as de ribben fan in skelet. De flier wie fan rûge planken. Op de ruten wienen mei wytsele grutte X-en skildere. It wie suver as rûnen jo in spoekhûs yn.

Winifred sei: ‘Doch de doar achter dij op slot.’ Se glimke ûndogensk. ‘Ik ha de kaai oan dizze kant dien.’

Hij klikte de kaai om.

‘Kom mar.’ Stadich stapte er op har ta. Der rûn in huvering oer syn boppeskonken.

‘Hjiryn,’ flûstere se en se treau de doar iepen fan in sydkeammerke. Dat wie ek noch net ôfwurke. ‘Hjir stiet in tafel en dêr kinne we op sitte.’

Free fûn it nuver dat der allinne mar in moaie tafel stie yn in net ôfwurke sydkeammerke. Doe seach er sa’n seis opsteapele opklapstuollen yn ’e hoeke stean. Winifred sette har itenspûde op ien kant fan de tafel en hyste harsels doe op ’e râne. ‘De leararen komme

hjiir soms gear. As se gjinien sjen wolle. Dy hawwe ek har geheimkes, witste.’ Har griene promgrutte eagen wienen op deselde hichte as sinent. ‘Hip hjiir nêst mij.’ Se wiisde nei it plak op de tafel nêst har. Hij lei syn iten ek oan kant en wipte mei in draai nêst har.

‘Free.’ Se pakte syn hân en hold dy tusken har beide hannen beet. ‘De reden dat ik mei dij prate woe ... hee, do hast lange fingers, wilst dat?’

‘In bytsje.’

‘Free, ha mar gjin noed oer watst justerjûn dien hast. As it jongste bern thús yn in hûsfol broers haw ik wol sawat alles heard wat der te hearren is oer seks. En ik bedoel ek yn rûge taal.’ Se lake in sûne laits. ‘Eigenlik fûn ik de manier wêropst it seidest wol aardich. Ik hie it noch nooit sa útdrukt heard.’

Free syn gesicht begûn te gloeien. Winifred siet nêst him echt te tinken oan it ding sels, oan har leave intime delen en ek oan sinent, en se wie der helendal net senuwachtich om.

Se joech in waarm kneepke yn syn hân. ‘Mar ik haw it noch net dien. En dat doch ik pas as ik de wiere man fûn haw.’ Se glimke him fan heel tichtbij ta, mei de noas hast tsjin sinent oan. ‘O Free, ik woe datst âlder wiest. Like âld as Alfred Dempsey. Dy’t tinkt dat er sa goochem is.’

Hij wie finaal fan slach en koe har even net mear sjen.

‘Al soe ’k it wol wolle, ast mar wat âlder wiest. Mar ik soe net graach no al in bern ha wolle. Hoewol, as ik it no mei dij die, dan koe ik grif noch net in bern krije, of wol? Do bist te jong om babys te meitsjen, toch?’

Babys meitsje. Hij roek wylde bloeiende prommen. Se liet syn hân los, sloech de earms om him hinne en tute him.

Sa’n tút hie er noch nooit hân. It wie gjin memmetút, droech en waarm, of in tút sa’t heit dy oan mem joech, stevich en lawaaierich. De tút fan Winifred wie fochtich en waarm, en sa jûn dat har lippen op sinent fol oanfielden, mei yn ’e midden in lyts gatsje yn ’e mûle op. As se lake hie se dat soms ek. Syn earste famkestút. Hij wist net dat tútsjen sa lekker wêze koe. Art Cruellen bekroade him net om tútsjen. Dat swiere kin gong gewoan rjocht op syn doel ôf. Mar Art Cruellen wie dan ek gewoan in beest fan in honkman foar syn skoalteam.

Winifred hold him doe in eintsje fan har ôf, mei de hannen stevich op syn skouders. Sij hie ek in kleur, en glimke mei de eagen hast ticht. ‘Ssst. Foardat it te let is, kinne we mar better fatsoenlik sitten gean. En we binne hjiir eigenlik ek kommen om ús middeisiten op te iten, toch?’

Hij frege him ôf wat in jonge dwaan moast nêst in frou dy’t sa graach oer him mocht. Hij hie sjoen hoe’t Art Cruellen Angie te liif

gong, mar dat wie mear sa't in fokse in lekker hintsje oanfoel. Hij tocht dat it earder sa wie dat, as in jonge fan in famke hold, hij har gewoan de hele tiid oanreitsje woe, en sij him, en dan soenen se elkoar omearmkje. Gewoan om hearlik ticht bijelkoar te wêzen. Hij soe har gjin kwea dwaan wolle.

Se tearde har papieren pûdsje iepen en pakte in stikje bôle mei tsiis en slaad. Se naam in lyts ôfmetten hapke. 'Hast gjin hunger?'

Hij seach har oan en die syn pûdsje ek iepen en helle der in stik bôle mei aai út. Hij wie teloarsteld dat der gjin slaadbledsje bij wie. Hij mocht graach aai mei slaad.

Free ❁ 5

Doe't Ada syn sifers fan it earste semester beseach, foel it har op dat er mar in 76 foar Ingels hie. 'No,' sei se, 'wat is der mis mei dat fak?'

'Gjin probleem,' sei Free. 'Ik sakje net. Van Rill seit dat ik de bêste lêzer fan de klasse bin.'

'Wat reden hat er dan om dij sa'n leech sifer te jaan?' hold se fol. 'Dyn oare sifers binne wol goed. Do hast in gemiddelde fan 81.'

'Ik kin net ûntlede. Ik bin dom yn grammatika.'

'Wat is ûntleden?' woe Alfred witte. Hij siet lykas gewoanlik mei de fuotten op de achterkant fan de kachel.

'Dat is as jo in sin útinoar plúzje, de delen beneame en se dan wer yninoar sette.'

'Sa't jo in karburateur útinoar helje?'

'Sa ûngefear.'

'It liket mij ta,' sei Alfred bij de stâl fan syn piip lâns, 'dat elke jonge dy't himsels in hast perfekt fleantúch bouwe kin, yn steat wêze moatte soe om in Ingelse sin yninoar te setten.' Free seach syn heit ferrast oan. Syn heit koe net lêze en toch brûkte er soms syn taal heel goed.

'Lêzen komt mij maklik oan, grammatika net. Sa't de learaar praat en sa't ik praat binne twa ferskillende dingen.'

'H'm,' sei Alfred, 'ik leau, do meist dy Van Rill net sa lije.'

Free besleat net tefolle te sizzen oer hoe't de bern op skoalle oer Van Rill tochten. Hij moast wat glimkje as er tocht oan wat Birdie bijgelyks oer him sei. Birdie mocht graach tinkbyldige sênes betinke oer William Van Rill en syn frou Luella nachts op bêd, as har lytse Stanley al yn de keamer nêst har lei te sliepen. William krige dan in idee en begûn leaf tsjin Luella te praten, mar sinnige Luella hie fuort yn 'e smizen wêr't er op út wie en feroare dan gau fan ûnderwerp. En as Luella ienkear ergens

oer begûn, dan rattele har tonge troch as in perpetuum mobile. William lei dan suchtsjend nêst har te draaien en doarst har net oan te reitsjen, en suchte dan wer, oant Luella op 't lêst in heel lyts bytsje begrutsjen mei him krige, en besleat om him wat syn sin te jaan, en dan sei se: 'Goed dan, William, do meist it oanreitsje. Mar tink derom, mar ienkear, ienkear, begrepen? En dan stiek William, ynienen senuwachtich, triljend de hân út en rekke it oan ... om dan fuort flau te fallen. Iderien dêromhinne moast dan om Birdie syn beskriuwing laitsje. En as ien him dan ôffrege hoe't William en Luella oait Stanley krigen hienen, sei Birdie: 'Dy ha se net krigen. In earrebarre hat Stanley brocht.'

'Jonge,' sei Ada, 'do moatst de oare kear better dyn bêst dwaan.'

'Goed, mem.'

Dy maityd, doe't it earste waarme waar út it suden waaide, ûntdiek Free dat Sootman graach honkbalspylje mocht. Al gau spilen se burnout op it gersfjild. Doe't se beide útfûnen dat Orrie Overslough nêst har, en Birdie en Tony Strawman en Sam Ruffman, dy't allegear tichtbij wennen, ek graach honkbalspylje mochten, setten se in perk út op frou Fish har stikje lân oan de noardkant fan it húske en spilen se elke jûn.

Soms loeken har meneuvels yn it lân fan frou Fish in stel taskôgers oan lâns it stek, famkes fan de Academy, âlde mantsjes dy't lang lyn foar it stedsteam fan Hello spile hienen, en lytse jonkjes dy't om helden sochten.

Ien kear stoppe sels rektor Hedges, dy't in jûnskuierke makke, even om nei har te sjen. Hij sei neat, en stie allinne mar te sjen, mei in hân yn 'e bûse, sûnder te glimkjen of te fronseljen. Nei in skoftke kuiere er fierder. De ploech spile sa faak, dat har húswurk derûnder lijde. Sootman die it yn de measte fakken wol goed, mar yn algebra, dat er as heechsteklasser oerdie, die er dat net. Syn brein wie gewoan net makke ferferlikingen. Dûbelspullen, ja; polynomen, nee. Rektor Hedges sei ferskeidene kearen tsjin him dat er foar algebra de twadde kear mar better hurd wurkje koe, oars soe er takom juny net slagje.

Sootman en rektor Hedges wienen net foarbestimd om freonen te wêzen. Op in dei, doe't Sootman bij in les acht fan de tsien opjeften fout ynlevere hie, hie Hedges him frege wat hij dwaan soe as hij learaar wie en in jonge sok poermin wurk ynlevere hie.

'k Wit net,' hie Sootman sein. 'Dy jonge nei hûs ta stjoere, tink ik. Werom nei it ûntleden fan Bargelatyn op de pleats.'

De hele klasse waard stil. Iderien seach nei bûten as winske er dat dat net gebeurde. De hege ruten wienen op it westen, en mei de moarnssinne dy't oan de oare kant fan it gebou omheech kaam, hie de westlike loft in einloaze djipte, sadat it blau hast pears like.

‘Sootman, hoe kin in sterveling sa dom wêze?’

‘Menear, as ik echt sa stom bin, hoe kinne jo dan ferwachtsje dat ik antwurd jou?’ Hedges seach him even ferheard oan. Syn lyts brún fjouwerkant snorke trille. Syn skerpe eagen seagen Sootman op en del oan, pluzen him útelkoar, en rêsten úteinlik op syn lyts kopke en it noch lytser prúkje hier.

‘Hasto dan helendal gjin harsens dêr yn dat knikkerke fan dij?’

‘Grif net. Al betsjut sok sizzen wierskynlik dat ik wat ûnwiers sis.’ De hele klasse siet stokstiif as in stel sâltpylders. Dy Sootman. Jo moasten wol doare om sa brutaal tsjin in learaar te wêzen.

Doe liet Hedges syn each tafallich op Free falle. ‘En do dêre, Alfred Alfredson...’ Hedges pandere werom nei syn buro en krige in oare opjefte op dy’t er neisjoen hie. Hij swaaide dêrmei nei de klasse. ‘Hjir is in jongkeardel dy’t altyd tiid hat foar in potsje honkbal, en dy’t toch, tagelyk, it lef hat om in opjefte yn te leverjen mei mar fjouwer goede antwurden. Wat better as Sootman, jou ik ta, mar net folle. Wylst er thús yn Bonnie in rjochtskepen heit en mem hat dy’t harsels it fleis fan de hannen wrotte, dy’t miskien krekt op dit stuit bij de keukenstafel sitte om te bepraten wat se yn ’e winkel keapje kinne, alles yn in moedich besykjen om dizze jongfeint op skoalle te hâlden ... wylst de foarneamde jongfeint syn tiid fergriemt.’

Free sakke stadich ûnderút. Hedges seach him grimmitich oan. ‘Rjochtop sitte.’ Free kaam in tombreed omheech. ‘Fertel ris, wat is it lêste flutboekje datst lêzen hast?’

‘Ivanhoe.’

Hedges seach him oan as leaude er him net. ‘Wêr giet it oer?’

‘Oer in man dy’t Ivanhoe hjit, dy’t fan Rowena hâldt en mei har trout, in moaie Saksise frou.’

‘No, dat is noch net sa’n ferkeard boek.’ Syn eagen waarden wat mylder. ‘Mar harkje even, Alfredson. Do hast genôch harsens om in better sifer as 40 te heljen. Leverje noch in pear oefeningen yn as dizze lêste en ik sil dij sakje litte moatte foar dit fak, sa’t ik ek in kear mei Sootman dien ha. Dat, smyt dij foar mij op de boeken, wolste, as it al net foar jim rjochtskepen heit en earnstige mem is!’

‘Ja, menear.’

Hedges smiet Free syn wurk op it buro achter him en krige Sootman syn opjefte wer op. Hij studearre der even op om. ‘Sootman, wat hast mij mei in moreel dilemma opskipe. As ik dij slagje lit mei in 20, dan is dat in deasûnde. Toch, om mar fan dij ôf te wêzen, moat ik dij wol slagje litte. Heare, Heare.’ Hij skodholle. ‘Do hast noch minder harsens as in teepot.’

Birdie fûn dat in frijwat grappige opmerking en moast dêr o sa

lûd om laitsje. Birdie hie Sootman ek noait sa heech, dat Hedges syn opmerking rekke syn laitsspieren.

Undertusken loek Sootman syn smel frettekopke bijelkoar yn in stive grimmitige knoop. As in yn 'e hoeke dreaun dier dat him oant de dea ferdedigje wol, barste er út: 'Wat wolle jo dan dat ik doch, menear, mijsels yn 'e hân skite? Om te bewizen dat ik in ezel bin?'

De hele klasse beve. Famkes klapten de knibbels tsjinelkoar. Jonges skeaten rjochtop. Hattie Fish sette de bril ôf om te sjen oft de glêzen skjinmakke wurde moasten. Free syn mûle sakke iepen fan bewûndering. Syn keamermaatsje hie lef. Jonge, dat wie in gefaarlik baaske.

Sootman bleau rektor Hedges oansjen.

Dy sei ynienen: 'Teepot, ek al doch ik it net graach, ik moat it tajaan. Do hast mij einliks sjen litten wat ik al in skoft sjen wollen hie. Lef. Do hast it. Bist in keardel. En dat lit dij slagje. Hoe min asto it ek dochst yn dit fak tenei, do krijst dyn diploma. Les ôfrûn.'

De klasse sprong ferromme oerein. Se stroomden de gong yn, drok pratend, wat yn shock. Hedges kaam achter har oan nei syn keamer ta. Sootman kaam net direkt oerein. Free en Birdie ek net. Oer Sootman syn gesicht glied stadich in prachtige ferbaasde blik. Hij soe dan toch slagje.

Free wie bliid foar syn keamergenoat. Hij glimke him ta mei in brede gelokkige laits. Mar Birdie seach him soer oan. Dy mocht der net oer dat er syn miening oer Sootman bijstelle moast.

'Teepot, wacht mar oant dit bij de oaren bekend wurdt, datst fiis praat útslein hast tsjin de rektor en der genadich ôfkaamst. Feitlik soe ik net ferbaasd wêze as de tsjerke de stipe foar de Western Academy ynlûke soe.'

'Bird,' sei Sootman, 'ien hânfol is foar hjoed wol moai genôch.'

Dy jûns wennen Free en Sootman de lêste gearkomste fan dat jier bij fan de Beverklup. Der wienen sa'n ienentweintich jonges oanwêzich en se kamen gear yn it algebralokaal. Rektor Hedges hie út namme fan de skoalle de lieding.

It wie Free syn foarlêsbeurt. Hij hie it ferhaal útkeazen fan it bloedbad fan Big Foot en in groep Sioux bij Wounded Knee, Súd-Dakota. Free fûn de moard op Big Foot syn groep in o sa tryst ferhaal. Hij wie de earste op it programma en lies mei wat hij tocht dat groeiende lilken en opwining wie, om inkeld te ûntdekken dat der yn it lokaal nei in skoftke wat gibeles waard, en dat nei in pear foarbylden sekere leden lûdop laitsje moasten.

Hij lies noch in pear alinea's troch foardat er begriep wêrom.

Sootman wie de iennige dy't mei rektor Hedges net lake. Dat it moast wat persoanliks wêze, wat dat op de lêzer sloech en net op it ferhaal. Sootman wie as keamergenoat wol sa fatsoenlik om net te laitsjen. Doe't Free noch in kear de namme neamde fan it opperhaad, Big Foot, wist er genôch. De Bevers laken om de grutte fuotten fan de lêzer. Free klapte it boek fûl ticht en gong sitten, en wegere om fierder te lêzen.

Sootman hantsjeklapte. 'Moai sa, Free, dat sil se leare.'

De folgjende op it programma wie in jonge mei de namme Cornelius Uphill. Dy joech in orizjinele ferhanneling oer de sân soarten leafde. Dat wie in knap ferhaal. As Cornelius himsels opwûn, flibe er frijwat bij it lêzen, en de jonges yn de earste rige bearden dan dat er har dweiltrochwiet makke en nei in skoftke hellen se sels de bûsdoeken te foarskyn en fagen se demonstratyf har gesicht ôf. Doe't Uphill klear wie, bearden de jonges op 'e foarste rige dat se o sa bliid wienen.

De tredde op it programma wie Birdie. Dy hie in orizjineel epys gedicht skreaun. Dat gong oer in ferneamde wedstryd tusken troude lju en net-trouden bij him thús, dy't ûnderbrutsen west wie troch in hagelbuoi. De wedstryd wie bij it begjin fan de njoggende inning, twa út, mei de honken beset, doe't de hagel begûn te fallen. Gjinien woe ophâlde, foaral de troude lju net, dy't oan slach wienen mei de kâns om de wedstryd te beëinigen. Op 't lêst, krekt doe't de slachman úthelle en in koarte swingende stjitslach joech, sa'n fjouwer meter fuort, foel der, deun foar de thúsplaat, in bysûnder grutte hagelstien, sa grut as in honkbal. De fangman krige dy stien op en bearde dat it de bal wie en stapte op de thúsplaat foar it ôftikjen. De thúsplaatskiedsrjochter, waans sicht troch de fangman blokkeard wie, tocht dat dy de echte bal opkrigen hie en rôp de man dy't oangliden kaam fan it tredde honk út. Wedstryd út. De ploech fan de net-trouden draafde it fjild ôf en doek ûnder it dak fan in kream om te skûljen foar de fallende hagel, en stie dêr te laitsjen. De troude manlju stienen har fansels om 'e nocht op te winnen.

'En lûd wienen de jammerklachten fan de trouden,
wylst de hagelstiennen har op de rêch foelen,
en lûd wie de freugde fan de frijfeinten,
en har leafkes foelen har om 'e hals.'

Lykas de oaren moast Free ek laitsje om it ôftikjen op de thúsplaat. Hij hong langút yn syn stoel, en syn achterwurk rekke mar krekt de râne. Ynienen, te let, fernaam er yn de term boppe syn slútspier in grutte luchtbûle. Dy wie út it neat nei ûnderen sakke en siet no tsjin de ein fan syn rektum oan te triljen foardat er derút fleach. Hij wie al safier

hinne dat er him net weromknipe doarst, út frees dan de ûnopsetlike komponist te wurden fan in lytse solo. As er der in triuw tsjinoan joech, sa't er miskien dien hie as er allinne west hie, dan soe dat sa'n knal jaan dat Birdie en rektor Hedges en de oaren tocht hawwe soenen dat er dat mei sin dien hie. Dat hij wachte. En hope. Doe, wylst iderien wer rêstich wurden wie, besleat de bûle om de wrâld yn te gean. Hij makke in kreas ynholden piipjend lûd.

Iderien skeat wat yn syn stoel omheech en seach ferbaasd om him hinne nei de oaren. Ien sei, wat heal laitsjend: 'Hark, in stim út in oar lân.' Fuort dêrnei barsten se allegear yn lûd laitsjen út.

Rektor Hedges siet oan de iene kant fan Free. Hij seach him grimmitich oan. 'God noch ta, hoe neamsto soks no?'

Free koe dêr gjin wjerstân tsjin biede. 'In ûnbetoelde skeet.' Opnij barsten se allegear yn laitsjen út. Hedges skodholle. 'Heden, wat in jier. We binne begûn mei in keunstmjittige skeet, dy stjonkbom, en we einigje mei in ûnbetoelde skeet, Free syn misstap.'

Se bedarren allegear wer wat. Se wienen der noait wis fan hokker kant Hedges syn skerpe humor no wer útsjitte soe.

'It spyt mij,' sei Free. 'It is mij ûntkommen.'

Hedges stoarre Free noch even oan. 'Tink derom watst dochst. Ien fan de doelstellingen fan dizze Beverklup is om te learen in hear te wêzen.'

Free * 6

De oare simmer krige Free wer in kâns om mei Fredrika man en frou te boartsjen. Op in jûn gongen syn heit en mem bij muoike Engleking op besite. Omke John en muoike Matilda wienen der ek. Sa gau't de grutte minsken yn muoike har moaie keamer ferdwûn wienen, stelde Fredrika foar om mei har allen te fersideplakboartsjen. Free tocht dat er wol wist wêrom. Fuort doe't er op it hiem ferskynd wie, hie se hitsich dien. Mar hij gong no nei de Academy, wie tute troch de moaie Winifred Bonner, en dat feroare de saken tusken him en Fredrika.

Hij hie dy simmer ek De Hartedeader lêzen en De Lêste fan de Mohikanen en De Spoarsiker, en tocht dat se mear wille ha soenen as se indiaantsje en pionier boarten. Hij wie fan dy trije boeken begûn te hâlden en it spiet him dat Dokter Fairlamb yn 'e stêd gjin komplette samling hie fan James Fenimore Cooper syn wurk. De romans fan Cooper begûnen altyd stadich en dreech, mei sinnen dy't er mei gjin mooglikheid ûntlede kinnen hie. Mar as je jesels oefenen om it haadwurd en it tiidwurd derút te sykjen en de rest fan de sin oersloegen, soms wol sa'n tsien-tolve

wurden, dan gong it wol goed. Hij woe De Hartedeader spylje yn de wylgen lâns it leech achter muoike har hûs. Hij woe Chingachgook wêze. It koe him neat skele wa't de Hartedeader spylje soe, as dy him mar helpe soe om dy ferfijde Mingo's te beslûpen. Free, Fredrika, Everett, Albert, Jonathan, Alfie en Etta stienen allegear midden op it hiem en bepraten wat se boartsje soenen, Fredrika har spultsje of Free sinent. Op 't lêst sei Free: 'Fredrika, wêrom bisto net de Hartedeader? Dan bist altyd bij mij, want ik bin Chingachgook. De oare bern kinne dy freesde Mingo's wêze.'

Fredrika fleure op. 'Wat lûk ik oan as Hartedeader?'

'No,' sei Free, 'we moatte eigenlik allegear learen boksen drage en bukskin jassen.'

Everett hold ien finger tsjin in noastergat. 'Wêr helje wij de pylk en bôge wei?'

Free sei: 'Fredrika, hat jim mem ergens in klute twynd jern te lizzen?'

'Jawis wol. Yn it arkskuorke.'

'Dan snije we wat lange tûken út muoike har wylgen.'

Se snijden tinne tûken foar de bôgen en rjochte twigen foar de pylken. It duorre net lang of iderien, behalve Fredrika, hie in bôge en in pear pylken. Hartedeader Fredrika riste harsels út mei in biezemstok as lang gewear.

Free lei oan Fredrika út dat sij as Chingachgook en Hartedeader achte waarden om stil troch it wâld te rinnen, sûnder lûd en foarsichtich, sadat de fijân har net oankommen hearre koe. Se moasten sels net op in twiichje stappe, want as se dat dienen en it briek, dan knapte dat lûd en dan soenen de freesde Mingo's witte wêr't se wienen en soenen se der yn in pear tellen beide útsjen as hienen se fearren op har liif. Se soenen stiif stean fan de pylken. Dea.

Fredrika begriep it. Nêstinoar sloepen se yn 'e skimer troch de wylgen. Se staptten earst op de teannen en dan op de hakken. As har grutte tean wat fiede, dan skoden se út 'e wei wat dat ek mar wie. Se kuerden alle kanten út nei de fijân, mei de eagen skerp links en rjochts sjend.

De Mingo's ferskûlen har o sa goed.

Free en Fredrika kroepen it wylgeboskje út en it maisfjild yn, tinkend dat de Mingo's har dêr miskien ferskûle hienen. It djippe maisfjild wie in skoander plak foar in hinderlaach. Hoe't se ek omsloepen, Free en Fredrika koenen de Mingo's net fine. Nei in skoftke krige Fredrika har nocht fan it indiaantsje- en pionierkeboartsjen. Se flústere Free yn 't ear dat se útrêste woe. Free fûn dat walchlik. Famkes hienen gjin idee hoe't se in jongesspultsje boartsje moasten. En se like ek net

echt op Hartedeader, sa't se har gewear meisleepte as wie it gewoan in biezem.

Fredrika skodde har goudene lokken oer har skouders. It lêste jier wie har noas út begûn te stekken, sadat it op de punt fan in papieren fleantúchje begûn wie te lykjen.

‘Lit ús it noch even langer prebearje,’ sei Free.

‘O, goed dan.’ Se kroepen foarsichtich. It foksesturtgers en de ûndergroei waarden tsjokker en djipper. It waard tsjuster boppe har hollen. Se krigen fallen maisblêden op har paad op en leinen dy oan ien kant. De grûn roek nei mealde hjouwer. Se kamen bij it ein fan it maisfjild en noch altyd gjin Mingo’s. Fredrika flústere: ‘Se binne noait fierder komd as de wylgen, sis ik dij.’

‘Kin wêze. Lit ús werom gean nei it wâld, dan.’

Se sloepen stil as in kat de wylgen yn.

Al gau kamen se bij in kreas stik tsjok gers. Fredrika wie bliid it gers te sjen. ‘Lit ús hjir even útrêste.’

It nêstinoar krûpen hie Free wat mylder oer har tinke litten.

‘Goed.’

‘Dy Mingo’s fange is dreech wurk,’ sei se. Se lei har lange gewear nêst har del en gong op ’e rêch lizzen. Se maalde der net om hoefolle fan har skonk bleat kaam.

‘Gean nêst mij lizzen, Free.’

‘Goed.’ Hij lei syn pylk en bôge oan ’e kant en gong langút nêst har lizzen. De wylgetûkjes boppe harren beweegden yn it jûnswyntsje. Soms bedieken se de stjerren.

Fredrika lei te rideljen. ‘Ik woe dat we al trouw wienen.’

Wat? ‘Hoedatsa?’

‘No, dan koenen we it dwaan en hoegden we ús gjin soargen te meitsjen.’

Free tocht wer oan Winifred har opmerking “Do bist te jong om al babys te meitsjen, toch?” Hij sei: ‘Ik tink net dat we ús dêr soargen oer meitsje hoege.’

‘Wêrom net?’

‘Omdat ik tink dat ik noch gjin smurry haw.’

‘Pisset de man net gewoan wat yn syn frou en is dat net de smurry?’

‘Nee.’ Free tocht oan de lêste kear dat hij en Fredrika yn in nauwe trôge man en frou boarte hienen. ‘En je stopje dat net yn dyn poepgatsje.’

‘O, dat wist ik al, hear.’

‘Wa hat dij dat dan ferteld?’

‘Myn âldere susters prate deroer as se nei it húske gean en dan hear ik har.’

Free mocht Fredrika hieltyd better lije. Hij lei op syn side tsjin har

oan. Ynienen hie er in tredde skonk. Dy fielde oan as in kliemerige molkestikel op it punt om oer te rinnen. Fredrika fielde it ek.

Se sei: ‘Witst wat, we dogge it.’

‘Wat dan?’

‘Lit ús boartsje dat we betiid op bêd geane, en dat ik wurch bin en drekt yn ’e sliep fal, mar datsto it dwaan wolst, sadatst heel foarsichtich boppe op mij klimst en it begjinst te dwaan wylst ik sliep. En dan kinne we boartsje dat ik nei in skoftke wekker wurd en tsjin dij sis, “Hee, wat dochst dêr mei mij?” en dan seisto “Hee skat, ik bin it oan it dwaan mei dij”. Goed?’

‘Goed.’

Yn in feech hie se har ûnderbroekje út en har skonken iepentearde. Free gong boppe op har lizzen.

‘Dêr net, sufferd. It is net boppe de bonke,’ flústere Fredrika.

‘Ik tocht dat it boppe de bonke wie, krekt as de nâle.’

‘Nee, nee.’

‘Wêr dan?’

‘Dêrûnder. Do moatst dêr ûnder de bonke wêze. Leger.’

Mar hij koe it net fine. Der like gewoan gjin iepening te wêzen ûnder de bonke, seker net ien dy’t grut genôch wie. Hij treau en syn ding bûgde krom. ‘Au.’

‘Dat is fier genôch,’ sei se. Se begûn as in wyld ûnder him te rideljen. Mar dat holp him gjin byt. Famkes wienen toch echt in grut mystearje as it derom gong wêr’t har dingen sieten. ‘Wat gebeurt der no?’

‘Wit ik net.’ It wie wol moai, mar dan? Wat dan? Wie dat no alles?

‘Dat is wol heel nuver,’ sei Albert tichtbij. ‘Earst moatte sij ús fine en dat dogge se net. Dan wolle wij har fine, en dat kinne we net.’

‘Ja,’ sei Alfie.

‘Dat binne de Mingo’s,’ flústere Free.

‘Fluch!’ flústere Fredrika skerp. Se treau Free fan har ôf en en stiek de skonken yn har ûnderbroek en skuorde dy om har mul. Free knope like fluch de broek ticht. Beide griepen se har wapens. Free syn pylk en bôge en Fredrika har biezemgewear.

‘Hjir binne se,’ rôp Albert.

Free sprong foar him. ‘Do bist no myn gefangene.’

Fredrika fjurre mei har lange gewear. ‘Bang! Bang! Dea delfalle, Everett. Do smoarge Mingo.’

Yn july kaam de put droech te stean. Ada skreau Horace Hamilton, de lânhearre, dêroer en dy skreau werom dat Alfred mar better in nije put grave litte koe en de kosten ôflûke koe fan de hier. Alfred koe in sekere Herman Battles dy’t bij Chokecherry Corner wenne en in goede

puttegraver wie. Alfred belle him op en op in jûn ferskynde Battles op har hiem yn in âld iepen Fordsje. Hij hie in readferbrând gesicht, rûn mei de holle yn 'e nekke as rûn er nei ûnderen, en kôge tabak wylst er prate.

‘Wêr wolst dyn put ha,’ frege er.

‘Ticht bij it hiem,’ sei Alfred, ‘as it kin.’

Battles stiek de hân foar yn syn autootsje en helle in moai glêd útsjende strampel te foarskyn. Dêr koenen jo in goede kattepûl fan meitsje. ‘Dit ding seit ús wêre.’ De sinne begûn krekt achter de beammen te sakjen.

Battles rûn stadich oer it hiem hinne en wer. Hij hold de stok bij de twa úteinen beet mei it tsjokke ein omheech. Hij skufele heel sunich foarút, en treau syn fuotten troch it gers om mar net it kontakt mei de grûn kwyd te reitsjen. Syn gesicht like as wie er krekt godstsjinstich wurden. Syn blauwe eagen glinsteren as skolperjend wetter. Hij fuottele troch as hold er in offer yn syn hannen.

Free frege: ‘Wat docht er?’

Alfred sei: ‘Hij siket wetter mei in wichelroede.’

‘Heit leaut toch net yn dy hokus-pokus?’

‘Wit ik net. Hij wol. En hij moat de put grave.’

‘It is mar goed dat mem it net sjocht. Sij soe tinke dat it fan 'e duvel wie.’

‘No, Battles is wol bij ús tsjerke.’ Alfred pakte de piip en stiek him oan. ‘Boppedat, wat is der mis mei as we de duvel ris in kear ta ús foardeel brûke? Salang’t we dat as kristenen dogge, sjoch ik dêr gjin kwea yn.’

Battles koe op it hiem gjin wetter fine. ‘Alfred, wat seist, it ris bij de skuorre besykje?’

‘Goed. As it mar tichtbij is.’

Sa’n tsien meter oastlik fan de skuorre en net fier fan de droege put fûn Battles it. Ynienen loek in magneet yn de grûn oan de wichelroede. Hoe fûl oft er de úteinen ek tsjinhold, it dikke ein fan de stok woe stadich nei ûnderen en nei in seker plak op de grûn wize. Battles syn polzen bûgden rjocht nei ûnderen. ‘Alfred, kom gau, en help mij him tsjin te hâlden.’

‘Wêrom? As dat de wetterier is dy’t we sykje, dan is dat him.’

‘Ik wol datst him lûken fielst om it te bewizen. It kostet mij jild om fergees te boarjen. Ik jou garânsje op myn wurk.’

Yn himsels skodholjend stapte Alfred achter Battles en pakte him bij de beide earmtakken beet. Syn eagen spatten wiid iepen. ‘Godskes! Hij hat gelyk.’

‘Do fielst it, hè? Nodatsto him ek beethâldst is dat it bewiis.’

Alfred liet de earmtakken fan Battles los. 'Is it oait foarkommen dat er ophold te lûken as in oar dyn earmtakken beethold?'

'Seker witte.'

Twa dagen letter stjitte de kop fan de draaiboar sa'n seis meter djip tsjin wat frjemds oan. Battles loek daalk oan de keppeling. Bulten mei ferskillend kleurde soarten modder leinen om it nije gat hinne, swarte liem, giele klaai, blau slyk, goudkleurich grint.

'Dat is frjemd,' mompele Battles tsjin himsels.

Free rûn op him ta. 'Wat is der te rêden?' Free hie him holpen as foarman. Syn heit wie yn it arkhok de skeavebinner oan it klearmeitsjen. Battles seach nei de loft wylst er stie te prakkesearjen.

'Ik koe it troch de boarstange fiele. De masine begûn te boarjen as wie er op wat kleverichs stjitten.' Hij fiede noch in kear oan de boarstange.

'We besykje it noch in kear.' Hij sette de masine yn it wurk. De grutte Elginmasine grânzge doe't de oandriuwbân oansette. De boarstange draaide earst maklik en doe swier en doe wer maklik. 'It is krekt in kat dêrûnder dy't op in mûs kôget.'

Free lei in hân op in krûsbalke. En ja, it fiede oan as wannear't syn mem klage dat it besleek foar in fruitcake te kleverich wie om te klopjen.

Herman Battles bestudearre de ûnregelmjittich draaiende boar in skoftke. Hij hie mei in krytsje elke pear foet oanjûn hoe fier't er sakke wie en hij wie sûnt it lêste krytstreepke net djipper sakke.

Free fage mei de mouwe it swit út 'e eagen. 'No en dan stjit er op wat hurds.'

'Hast gelyk. We sille even sjen.' Battles sette de masine op achterút en de boarstange kaam omheech.

Beide leunden oer de râne fan de put om te sjen nei de omheechkommende boarkop. Bij it omheechkommen kaam der in aldernuverste rook mei nei boppen. Der blik in plakkerige substânsje yn de boarkop fêst te sitten. Dat kaam yn in grouwe hompe nei boppen. Doe't de kop frijkaam út it tritich tomme brede gat sprongen Free en Battles, ferbjustere troch wat se seagen, achterút.

'Wat in grouwe klute fize troep!' rôp Battles. Doe sette er de masine út it wurk en op 'e rem.

'Godskes!' rôp Alfred achter him. Dy wie ûngemurken achter har stean gien.

'Dat is ien of oar beest.'

'Ja,' sei Battles.

'En sjoch dy grouwe brutsen bonke ris,' rôp Free út. 'Dat moat ien of oar meunster wêze.'

‘Kin ûnmooglik,’ sei Alfred.

It seach derút as in rûch snijd stik briedfleis. Dat fleis seach der weak út en hie in âldske pearse kleur. De brutsen útstekkende bonke wie brúnachtich fan kleur en ûngefear sa dik as in kachelspiip.

‘Wat yn godsnamme docht dat ding dêr, seis meter ûnder de grûn?’ sei Battles.

‘In mammoet,’ flústere Free, ‘dêr’t neffens de gelearden de ierde ienris fol fan wie.’

Battles snúfde. ‘Praat mij net fan gelearden.’

‘Mar dat moat wol sa wêze,’ sei Free. ‘Wat kin it oars wêze?’

‘Ik harkje leaver nei Job,’ sei Herman Battles. ‘Dêr’t er seit “Sjochdêr Behemoth. Syn bonken binne as koperen buizen. Kinsto him de snút tichtbine mei in reiden koarde. En him de kaken trochboarje mei toarnen?”’

‘Seis meter ûnder de grûn?’ sei Alfred.

‘No,’ sei Battles, ‘wat it ek wêze mei, kinst mij better in foarke helje. Ik wol dat absolút net oanreitsje.’

De rook wie net sterk, gewoan frjemd. Gjûn maitsachtige rook, of in bedoarne-aaie-rook; gewoan in heel âlde âldske rook. Alfred helle in foarke en Battles skuorde de grouwe klute oerâld fleis los fan de boarkop. It rôle kluterich nei ien kant fan it putgat. Doe’t de lucht op it âlde fleis yn begûn te wurkjen waard it foar har eagen stadichoan wyt.

De religieuze blik yn de eagen fan Battles ferdjippe him. Hij sei yn de rjochting fan de grouwe hompe âld fleis: ‘Myn tonge plakke oan myn ferwulft. Ja, sjoch, wij kenne dij fanâlds, do dyst rivieren opdrinkst en de gatten fan de ûndergrûnse streamen tichtstoppest, fertrouwend datsto de rivier de Jorðan yn dyn bek opswolgje kinst. De Heare seit, ik kin mij net stilhâlde oer dat meunster syn lea, noch syn kracht. Wa hat in skyltsje fan syn beklaiïng bleatlein? Wa doar in hân tusken syn rige dûbele toskan stekke? Steatlik binne de rigen fan syn skylden. As stiif yndrukte segels slute se om him hinne. Se sitte sa ticht tsjininoar oan, dêr komt gjûn sigentsje bij troch. As er omheech riist, wurde de sterksten kjel, en as hij oan it skuorren is, binne se helendal fan ’e wize.’

‘Ja,’ sei Alfred sacht.

Battles die de eagen even ticht. Hij knypeage ferskeidene kearen wyld, en slokte lûd. Doe, de eagen wer iependwaand, en wer kalm, sei er: ‘Dat kostet ús jild. Wer oan it boarjen no.’

‘Wacht,’ rôp Free. ‘Wolle jo net ien opbelje en sizze wat wij niis fûn hawwe?’

‘Wa dan? Ien of oare dominy? As God alles al wit?’

‘Ik bedoel, ien of oare wittenskipper ergens.’

‘Wittenskippers, hippentrippers, jezus, nee. Ik ha it drok. En fertsjinje

jild bij de meter. Ik ha gjin tiid foar omdangeljende, folwoeksen, op har kûnt sittende minsken mei fergrutglêzen.’

‘Jonge,’ sei Free, ‘as rektor Hedges fernimt dat der neat dien is om út te finen wat it no krekt wie, dan sil him dat net oanstean.’

‘Wa is dy rektor Hedges? Boarret dy ek putten?’

‘Hij is learaar wiskunde en natuerkunde bij de Western Academy.’

‘Kin mij neat skele wa’t dat is.’ Mei in wrede flok sette er de masine wer yn ’t wurk. De boarkop sakke wer de betonnen putrâne yn en ferdwûn yn ’e djipte. De boarkop rekke dêrnei gjin nuvere dingen mear. En Alfred gong wer nei syn skeavebinner om dy klear te meitsjen.

Mar se fûnen gjin wetter en op in djipte fan tolve meter konkludearre Battles dat it gjin goed gat wie. ‘Dy ferdomde Behemoth,’ grommele Battles, ‘der moat krekt genôch dampichheid yn syn âld karkas sitten hawwe om myn wichelroede te ferrifeljen.’

Foardat er oan in nij gat begjinne koe, kaam der in swiere tongerbuoi opsetten. De wjerljocht sloech oeral yn. Ien fan de grutsten rekke de stielen mole boppe de opdroege put, en bûgde ien fan de hoekbalken krom, om dêrnei de put sels yn te barsten. Dêrtroch waard it sânstien dêrûnder yn beweging brocht en nei in pear oeren begûn de wetterier yn de put wer te rinnen, en fulde er de put oan de râne ta.

De hompe âld fleis fan it karkas waard binnen in wike wei. It ferrotte net, mar droege inkeld op en waaide doe fuort. Al gau wie alles wat der oerbleau in grut stik krytachtige bonke.

Se krigen berjocht fan muoike Karen dat omke Kon begjin augustus yn Iowa City syn doktoraal diploma krije soe. Der wie in briefke bij mei de fraach oft Alfred en Ada en de bern miskien de seremoanjes bijwenje woenen.

Ada hie dêr o sa’n sin oan. Dat grutte barren moast se sjen. Se loek altyd in spesjaal gesicht as de namme fan omke Kon neamd waard.

Se wienen ûnderweis nei Iowa City. Ada siet de hele tiid te glimkjen. Soms, as se seach dat de dyk foar har in skoftlang sa rjocht as in waskline wie, ûntspande se har en naam se even in knipperke. Free en Albert hienen de achterbank foar harsels, mei twa koffers. Der wie besletten om Jonathan en lytse Abbott thús te litten, want dy soenen toch net folle oan de plechtichheden hawwe. Der wie ek besletten dat Everett thús bliuwe soe om Sherm te fertellen hoe’t Alfred it wurk oanpakte. Sherm wie no sechtjin en arbeide noch foar omke John oare kant de rivier. Sherm wie no al hast in man mei in protte hier yn de earmsholten.

Omke Kon hie har in kaart fan Iowa stjoerd, en de rûte dy’t se folgje

moasten yn reade inkt oanjûn. Ada hie foarsteld dat Free har gids wêze soe om foar syn heit de kaart te lêzen. It wie maklik. Se hoegden allinne mar de grutte âlde AYP te folgjen, dy't no US 18 neamd waard, dan nei it oasten bij Chokecherry Corner wei en dy dyk dan it hele ein folgje troch Mason City hinne.

It lân wie o sa plat. En oars as bij har thús. Har eigen lân mei syn lange skeanten en slingerjende ûndjippe falleien wie better. Alfred murk op dat it krekt wie as wennen jo op de boppekant fan in swarte kôkkachel. In soad lân bestie út weake swarte modder en dat wie dreech om te bewurkjen, as it waar wat reinwetter en sinneskyn oanbelange net gaadlik wie. Alfred ferlike de hele tiid it gewas oan beide kanten fan de dyk mei har eigen gewas thús. Ada skôge ûndertusken de klean dy't oan de linen hongen en de blommen bij de hikken. Se seach goed oft de gerdinen wol kreas en skjin foar de ruten hongen fan de moaie keamer. Soms ynspekterarde se ek de hinnen en koe se sjen hokker team luzen hie en hokker net. Albert seach hokker hiemen goede hege beammen hienen om yn op te klimmen. Free seach hokker pleatsen moai sljochte stikjes bargelân hienen foar honkbal.

De âld Buick ried egaal troch mei 30 myl yn 'e oere. En soms, as Ada even knippere en Alfred him hast sa'n fyftich ride litte koe, widze er oer de dyk as in skommeljende sektouter. Alle kearen as se stoppen foar benzine of om har wat te fertraapjen, rûn Alfred even om de auto en skopte er tsjin alle fjouwer bannen oan. Behalve in stik bestrjitting fan trije kilometer tusken Chokecherry Corner en Hello, en in stik fan fyftjin kilometer troch Mason City, bestienen alle diken út stoffich grint. Mar dy waarden alle dagen sljocht makke en wienen almeast glêd.

Bij Charles City namen se de 218 nei it suden. Nei Waterloo waard it lân o sa droech en alle beamlêden en de blêden fan de planten yn 'e ûnderwâl wienen bedutsen mei in feale grize stoflaach, sadat it like as wienen se op in oare planeet bedarre.

Bij Vinton waard Ada senuwachtich. No't se der hast wienen, waard se bang dat se op it lêste momint in ûngelok krije soenen. De sinne wie al hast ûnder en it skaad fan Ada har holle foel presys op de sydkant fan Alfred syn gesicht. Krekt doe't de sinne ûndergie, seagen se fan it sljochte lân de djippe yn en lei foar har in grutte stêd. Dat wie Iowa City. Ada pakte de lêste brief fan omke Kon en lies dy noch in kear, foar oanwizings. "Wij wenje oan Kirkwood. Jim nimme 218 oan de 6 ta, dan nei links oan Linn ta. Dan rjochts nei Kirkwood."

Se fûnen it krekt doe't it tsjuster begûn te wurden. Omke Kon en muoike Karen wennen boppe oan in trep fan in tsjin in heuvel oanboud hûs. Alfred stapte út en rûn bij in pear wite trepkes op. Hij hie noch mar

amper kloppe of de doar spatte iepen en muoike Karen fleach as in hin nei bûten, sloech de earms om him hinne en joech him in stevige tút. Alfred wie noch ferhearder as de bern.

‘Jim binne der, jim binne echt kommen,’ rôp se hieltyd wer. ‘Kom der yn, kom der yn.’ Se bûgde foaroer en kipe yn ’e Buick. ‘O, Ada, ik ha safolle te fertellen. En, o, dêr is Free en dy skattige lytse mûtele Albert ek noch. Kom deryn.’

Ada stapte út en dêrnei Free en Albert. Albert liet blike dat er net sa bliid wie om skattich en mûtel neamd te wurden.

Omke Kon kaam doe ek hastich oansetten. Syn laits wie like breed as dy fan muoike Karen. ‘Wat aardich dat jim kommen binne.’ Hij fûstke mei beide hannen mei Alfred. Doe’t Ada boppe oan de trep kaam, joech er har in tút. Ada toande dat se dat aardich fûn troch in kleur te krijen. Dêrnei waarden se meinommen de hûs yn. It earste wat muoike Karen, mids alle drokte fan it wolkom, die, wie om de soallen fan har skuon nei te sjen op smoargens. En doe, om der wis fan te wêzen dat se gjin túch fan Bonnie yn ’e hûs meinommen hienen, fage se bij de doar it plak oan dêr’t se deryn kommen wienen en wurke se sa de tinkbyldige smoargens nei bûten ta.

‘Karen,’ bekibbe omke Kon har beleefd, hear dat er wie, ‘moast dat no sa?’

‘Mar ik ken bern,’ sei se fleurich, har sin dwaand en tagelyk glimkjend nei har muoikesizzers. ‘Ik ha toch in kear oan in plattelânsskoalle stien en ik wit alles fan de skuon fan boerebern.’

‘We ha de hele tiid ûnderweis gjin inkelde lekke bân hân,’ ferkundige Alfred.

‘Ja,’ sei Ada, ‘de Heare hat ús wis de hele wei bijstien.’ Se seach bij dy wurden omke Kon oan.

‘Fansels, ik ha foarsichtich riden,’ sei Alfred.

‘Ja,’ sei Ada, ‘Alfred is in goed sjofeur.’

‘Mar Free die it fierwei it goedst,’ sei Albert. ‘Hij hat mei syn finger de kaart folge en sa binne we net ienkear ferdwaald.’

Omke Kon moest laitsje. ‘O ja?’

Nei in skoftke hellen Alfred en omke Kon de koffers út ’e auto, wylst Ada muoike Karen holp om de tafel te dekken foar in let jûnsiten. Muoike Karen oerfuorre har. Se sette tefolle fan alles op tafel: swiete jirpelsalade, slaad mei rjemme, kôke woarst, wûnderbeane út Kentucky, noch gjin oere dêrfoar út ’e tún helle, en grutte glêzen limonade mei iisblokjes. Doe’t it tiid foar it iis wie, koe omke Kon it net litte om Free en Albert stikem grutte twadde en tredde poarsjes ta te skowen. Omke Kon lake syn sulveren omkelaits om hoe’t it syn twa omkesizzers slagge om noch in bytsje mear fan it eigenmakke fanylje-iis kwyt te wurden.

Dy nachts sliepen Free en Albert op fjildbêden op de feranda bij de keuken. Se foelen al harkjend nei it praat fan de minsken binnen yn 'e sliep. Ien kear dy nachts reinde it. It wie frjemd om yn in frjemd lân reinwetter op de beammen fallen te hearren krekt bûten in ferandaskerm. Free harke der heal yn 'e sliep nei. Man, wat wie de wrâld toch grut. Se hienen de hele dei reizge oer wat in folslein plat oerflak like. Dat toande allinne mar oan hoe grut dy âld wrâld eigenlijk wie.

Omke Kon makke har wekker foar it brea-iten. Free en Albert ieten waarme hjouwarmout en aaien en roastere bôle oant se hast knapten. Omke Kon tocht dat it aardich wie om syn gasten wat fan 'e stêd sjen te litten foardat de seremoanjes begûnen, dat se rieden in oere fan tefoaren nei de universiteitskampus. De seremoanjes soenen om alve oere bûten by it administraasjegebou begjinne.

Yn de universiteitsbibleteek naam omke Kon har mei troch in lyts poartsje hinne en dêrnei nei wat er de boekesamling neamde. Free koe amper leauwe dat dat wier wie, al dy planken en planken oan de solder ta fol mei boeken, en oeral yn alle rjochtingen paadsjes dêrtusken. De rook hie wat fan dy fan o sa droech strie.

'Soan,' sei Alfred tsjin Free, doe't er nei al dy boeken sjoen hie, 'tinkst dat dyn brein al dy steapels boeken yn in jier tiid ferarbeidzje kin?' Hij moast even súntsjes laitsje om wat er sels in goede grap fûn.

'As ik oars gjin putsjes hoech te dwaan, dan wol,' sei Free.

Omke Kon moast even lûd laitsje, as hoaste er. Hij krige wat in kleur. Je waarden achte yn in universiteitsbibleteek o sa stil te wêzen. Guon fan de grize bibletekaressen kipen om it hoekje nei omke Kon en syn gasten, mar seinen neat. In pear lêzers mei briltsjes op seagen oan 'e ein fan de gongjes ek op om te sjen wat der te rêden wie. Doe't se de bern seagen, Free en Albert, glimken se eefkes om sjen te litten dat se begryp hienen foar it lawaai.

Free fûn dy kilometers boeken prachtich. No wist er seker dat er noait boer of in ferneamd honkbalspiler wurde woe.

It dierkundegebou stonk nei âlde ynleine augurken. It stie grôtfol mei de nuverste dingen dy't Free oait sjoen hie. Der stie in opstoppe grizzlybear, en in opstoppe sjimpansee, en in opstoppe minske út in grot yn Utah. Yn ien fan de grutte sealen stie it skelet fan in beest dat sa grut wie as har houten wynmole thús. Dat wol sizze, as dy op 'e side lein hie.

Ada rûn dy grutte seal net sa fier yn. Se seach ien kear nei dat grutte skelet mei de kromme hals en koe doe hast gjin lucht krije.

'Wat is der?' frege omke Kon fuortdaalk, besoarge.

'Dat ding kin toch net echt wêze?'

'Ik bin bang fan wol, Ada.' Hij lies it opskrift op in stik stien dêrûnder. 'Dat skelet is yn Como Bluff fûn yn Wyoming.'

Free loek Alfred oan 'e mouwe. 'Dat ding liket op it skelet fan de behemoth, fynt heit ek net? Dat ús puttegraver thús fûn hat.'

'Tink ik ek,' sei Alfred, swier bij himsels neitinkend.

'No,' sei Ada, 'der kinne mar better net tefolle fan dy behemothskeletten wêze, of se binne net echt.'

'Wêrom net?' frege omke Kon him ôf.

'No, as jo Job goed lêze, dan klinkt it as wie God de iennige dy't oait ien sjoen hat. Mar ien.' Ada stoarre noch even nei it grutte skelet, en gong doe beleefd de seal út. 'Nee, ik moat sokke dingen net tefolle sjen.'

Omke Kon naam har allegear mei nei bûten ta, en nei de tydlike houten bankjes ûnder de beammen bij it administraasjegebou. Hij liet har sjen wêr't se sitte koenen op it reservearre part ûnder in hege iperenbeam. De houten bankjes lieten Free tinke oan de fjouwerjulypicknicks thús yn it boskje fan Bosch. Al gau gong omke Kon fuort om syn toga oan te lûken en himsels klear te meitsjen foar de prosesje. Muoike Karen wie oeral sa senuwachtich oer, dat se om elk dom ding laitsje moast.

Al gau sieten de bankjes fol mei de famylje en de freonen fan de ôfstudearre studinten. In soad minsken droegen har donkere sneinske klean, al wie it ek waarm bûten. Presys om alve oere marsjearden de diplomakandidaten nei har sitplakken foaroan. Omke Kon wie bij de lêsten yn 'e rige.

'Dêr is er,' rôp Albert. 'Hij hat in swarte breaplanke op 'e holle en oer syn pak in frouljusding hinne.'

'Ssst,' sei Ada glimkjend.

Dêrnei kamen de professoaren. Dy droegen ek swarte platte huodden en swarte toga's. De foarnaamste sprekker, dr. Allard Falloncock, psycholooch, hie in nije manier útfûn om hypogondry te behanneljen. Hypogondry wie wat Alfred in slim gefal fan Ik-wol-net-wurkje neamde. Dr. Falloncock begûn syn taspraak mei in grap. In boer hie in frou dy't no en dan in oanfal fan hypogondry hie. De boer hie o sa'n geduld mei syn frou en die alles wat er mar koe om har oer de drege mominten hinne te helpen. 'Neidat er foar ûngefear de tsiende kear de dokter komme litten hie,' sei Falloncock, 'begûn de boer hoeden tsjin syn frou te kleien en sei dat dy oanfallen toch net echt needsaaklik wienen, of wol? As se har der mar wat ta sette, dan koe se dy toch wol kwytretsjje? Dêr't syn frou op antwurde: "Lester Eberle, hâld dij mar stil. Ik kin dy oanfallen krije, en dan wòl ik se ek krije." '

De minsken laken wat heal en heal. Dêrnei wie de taspraak sa toar as âld hea. De minsken joegen har del en begûnen harsels koelte ta te waaien, de manlju mei har striehuodden en de froulju mei har Japanse waaiers. Dr. Falloncock wie sels net iens sa goed as har dominy thús. Hij

wie te fatsoenlik om echt slimme oanfallen mei krektens te beskriuwen. De dominy thús gong net allinne tekear tsjin sûnden, hij fertelde syn gemeente ek heel krekt oer elke sûnde.

Free koe it byld fan dat grutte skelet yn it dierkundegebou mar net bij him weikrije. Hij betocht dat er fergetten hie om nei te gean oft de bonke yn dy hompe pears fleis dy't Herman Battle opgroeven hie, like op ien fan de bonken yn it grutte skelet. Se hienen it wierskynlik net oan tiid om opnij nei dat gebou te gean. Nei it programma wie der bij omke Kon thús in grut feestdiner pland, en de rest fan 'e dei soenen der freonen lânskomme. En de moarns dêrnei woenen syn heit en mem foar't it ljocht waard al wer nei hûs. Ferhip. Doe krige er in idee. Hij tikke syn mem tsjin de earmtakke en flûstere: 'Ik moat nei 't húske.'

Ada glimke him ta, heal yn gedachten. Se harke o sa krekt nei de taspraak. 'Witst wêr't it is?'

'Jawol.'

'Fuort weromkomme.'

Free knikte. Hij skode foar har lâns dêr't se oan 'e ein siet en gong earst yn 'e rjochting fan it haadgebou dêr't de húskes wienen; doe, feilich út it sicht fan de minsken, sette er op it dierkundegebou ta. Dêr fûn er de grutte seal mei it grutte skelet.

Hij rûn ferskeidene kearen om it grutte skelet hinne en ûndersocht mei soarch de bonken yn de ferskillende gewrichten. Mar hoe't er ek seach, hij koe gjin bonke fine dy't op de bonke like op it hiem thús. Teloarsteld joech er it lang om let op. Op wei nei bûten foel him wat op dat op lytse oprôle bichjes yn flessen like. Dy stienen yn in lange rige op in planke. Hij stapte tichterbij om better te sjen. Doe't er de etiketten op de flessen lies, ûntdiek er dat de bichjes feitlik lytse babytsjes wienen, dy't op sterk wetter bewarre waarden. Der wienen foarbylden fan de minskefoetus yn ferskillende stadia fan ûntwikkeling. De earste flesse siet in heel lyts babytsje yn, net grutter as in skink. De foetus yn de folgjende flesse wie ûngefear sa grut as in lyts poeske. Dat wie grif de ôfmjitting dy't Harry Fish bedoelde doe't er syn frou Minnie teplak sette. De foetussen waarden de rige lâns hieltyd grutter. De lêste wie in folgroeide baby.

Free stoarre mei grutte ferbaasde eagen nei al dy babys op sterk wetter. Hoe yn 'e goedichheid hienen se safolle foetussen te pakken krije kinnen, de iene hieltyd grutter as de oare? Dat moasten allegear miskreammen wêze. Hij betocht dat er sels ek in miskream wêze kinnen hie. Stel je ris foar dat je sa yn in flesse te kyk set waarden. Hij fielde dat er oer syn hele lea bleek waard. Hij gong fluch fuort.

Op wei werom nei syn plak skodholle er de hele tiid. 'Dy baby mei de wetterholle dy't mem hie, dy hie ek op sterk wetter bedarje kinnen. Kristus.'

Dy jûns joech muoike Karen elk in troske kâld bewarre griene druven as neigesetsje. Free hie noch noait sokke swiete druven preaun. Hearlik. Elk drúfke wie in swolchje swiet grien drinken.

Free ❁ 7

In wike foardat de skoalle wer begûn, rôpen syn heit en mem Free yn 'e hûs. It reinde bûten en de bern spilen mei in maiskolf honkbal op it gongpaad nêst de maiskrêbe. Alfred siet mei syn fuotten op de achterkant fan 'e kachel te piiproken en Ada siet bij it rút te sokstopjen.

‘Wat is der?’

Alfred seach syn mem oan. ‘Do kinst it him mar better fertelle.’

Ada wie dwaande mei in stopaai de hakke fan ien fan Alfred syn sokken te stopjen. Bij it wurk biet se har wat op it puntsje fan 'e tonge. ‘Nee, dat heart jimme heit te sizzen.’

‘Mar do woest dat er trochleare soe.’

‘No ... goed dan.’ Ada seach him mei pine yn har blauwe eagen rjocht oan. ‘Jonge, hoefolle betsjut dy skoalle foar dij? Op dit stuit, echt?’

‘Kin ik net fan 't hjerst nei skoalle dan?’

‘We ha ris besjoen hoe't it mei ús sinterij sit en ik bin bang dat we dêr it kommend skoaljier gjin jild foar hawwe.’

Free gong sitten. ‘O.’

‘Ja, jonge,’ sei Alfred. ‘We ha tefolle bargaen ferlern oan de bargesykte.’

‘Mar dat wie myn skuld net.’

‘Dat witte wij wol, jonge.’ Alfred kloppe de piip yn syn hân út en smiet de prop tabaksjiske yn de kachel.

Free moast oan alle boeken tinke yn de skoalbibleteek dy't er noch net lêzen hie. Hij tocht oan de wille dy't er bij de Beverklup hân hie. En noch better, hij soe it kommend jier in twaddeklasser wêze, net in dom grientsje mear. Ferduld noch ta. Hij soe alles kwytreitsje wat it libben de muoite wurdich makke. Potfergemy.

Alfred krige begrutsjen mei him. ‘No, jonge, ik sil dij wat sizze. Ast in manier beprakkeseanje kinst om kost en ynwenning te bestuiverjen, dan fyn ik wol ergens it jild foar de skoalle en de boeken. En mem seit datst de klean fan ferline jier noch wol in kear drage kinst.’

Free griep dy kâns mei beide hannen oan. ‘Echt wier, heit?’

‘Ja, echt wier.’

‘Goed dan. Ik fyn wol wat út.’

Hij gong nei de skuorre en begûn âlderwenst Tip te roskjimmen. Tip mocht dêr fansels graach oer en holp him, troch him nei him ta

te draaien. It wie hast opholden fan reinen, doe't er in idee krige. Hij hie heard dat in buorjonge, Jack DeGreate, elke dei nei de middelbere skoalle fan Hello ried. Dy Jack wenne oardel kilometer oer de heuvel hinne, oan de oare dyk nei Hello.

Free sloech Tip it helter om, naam him mei nei bûten en sprong sûnder sadel op him. Hij trape him yn 'e siden en stadich mei in wurge sucht fjouwere er de dyk op. De dyk wie kleverich. Al gau wiene Tip syn hoeven sa grut as itensboarden.

Doe't er op it hiem fan de famylje DeGreate kaam, wist Free fuort dat der wat mis wie. It wie wat mysterieus. Hij tocht dat it miskien te meitsjen hie mei it feit dat DeGreate twa jier dêrfoar stoarn wie. Frou DeGreate die boerewurk as in man en de bern seagen soer. Frou DeGreate wie in kreaze frou mei in overal oan en in pear reade manljusrubberlearzens. Free sei tsjin har wat er woe.

Frou DeGreate harke o sa goed nei him. 'Mar dat sil dij jild kostje.' 'Hoefolle?'

'Lit ús sizze, in dollar yn 'e wike. 'En do moastst hjir op tiid op it hiem wêze.' Se rôp oer it hiem: 'Jack? Kom hjir ris even?' Jack kaam nei bûten. Hij droech ek reade rubberlearzens. Hij hie de keallestâl oan it útmjuksjen west en fûn dat in rotputsje.

Frou DeGreate lei út wat Free yn 'e holle hie. Jack moast dêr net folle fan hawwe. 'Der is net folle romte yn myn weintsje.' Hij wiisde nei it paadsje nêst de maiskrêbe. Free seach dêr in koetske, heal sa grut as dêr't er yn nei de kristlike skoalle riden wie yn Bonnie.

Frou DeGreate stie dêr mei de hannen op de heupen en de skonken wiid útinoar. 'Jack, foar twa meagere jonges is der romte bij de rûs. Boppedat, we kinne dy dollar wyks skoan brûke.'

'Ik sil ús heit freegje oft er dy dollar foar mij misse kin,' sei Free. 'Betanke.'

Doe't Free wer op it hiem wie, wie syn heit it dermei iens. 'Wat ik dwaan kin,' sei dy, 'is om de helte fan myn promtabak op te jaan. Ik moat der toch al wat mei minderje.'

Sa ried Free op de earste septimber wer yn in koetske nei skoalle. It wie geweldig om de bern op skoalle wer te sjen, sels de leararen. Iderien frege iderien oft se de ôfrûne simmer in moaie tiid hân hienen. Guon fan de ferhalen wienen frijwat sterk.

Free soarge der altyd goed foar dat er foar it moarnstochtsje op tiid wie. Nei skoalle paste er der ek goed op om betiid bij de skuorre te wêzen achter de Grutte Tsjerke, dêr't Jack syn hynder stâl. Jack ried mei in swarte merje dy't Topsy hjitte. Topsy drafke stevich oan. It wie in lykmoedich beest en se hie it paad wol sûnder menner hinne en werom fine kinnen. Jack siet foare yn it koetske en Free achteryn.

Op in middei hearde Free fan in buorman wat der bij DeGreate mis wêze koe. It wie de arbeider. It jier dêrfoar, op in sneon bij it maisplôkjen, hie Jack syn mem besletten har arbeider yn it lân wat kofje te bringen. In skoftke neidat se fan it hiem ôf gongen wie, gong de telefoan foar frou DeGreate. Jack draafde nei bûten om har op te heljen. Hij seach de wein fan de arbeider oan 'e ein fan it lân stean. Doe't er dêr oankaam, koe er noch syn mem noch de arbeider fine. Op 't lêst tocht er dat er boppe op de lading mais better sicht hie oer it maisfjild, en hij wie op 'e wein kladdere. Hij soe op de bulte mais stappe, doe't ta syn ferbjustering syn mem dêr lei dy't fan dy skeane bulte mais nei him opseach. De arbeider lei boppe op har.

Dat ferhaal waard Free mislik fan. Syn eigen mem soe soks noait dien hawwe. In mem dy't op knibbels bij in stoel bidde mei har jonge koe soks ûnmooglik dwaan. Free hie begrutsjen mei Jack.

Jack woe út 'e hûs en smeke syn mem hast elke dei om him yn 'e stêd bliuwe te litten, sadat er foar it atletykteam fan syn skoalle útkomme koe. De atletykcoach hie him in kear op it skoalfjild draven sjoen en him frege om lid te wurden fan it team. Jack hie nei in útdaging de fluchste draver fan de skoalle ferslein en de coach hie him sein dat er samar bij it earste team komme koe en in soad wedstriden winne koe. Jack hie yn de Sioux City Journal oer de grutte hurddravers lêzen en woe op in dei lid wurde fan it Olympise team. Mar syn mem hie sein dat hij, as er no syn mûle net hold, wol nei skoalle drave koe, want dat ekstra hynder koenen se skoan op it lân brûke.

Jack DeGreate makke him der sa drok oer dat er net meidwaan koe mei it team, dat Free him op in kear werom nei hûs ta it foarstel die om him toch foar it team te trainen.

'Hoe dan?'

'Ik men Topsy en do draafst achter ús oan. Op dy manier krijst úthâldingsfermogen. En dan kinst miskien takom maityd jim mem beprate om dij teminsten nei skoalle op de atletykbaan bliuwe te litten.'

Jack syn brune eagen begûnen foar it earst yn lange tiid te skitterjen. 'Hee, dat is in goed idee. En dan kinne we myn Ingersoll-horloazje brûke om myn tiid op te nimmen. Dy hat in twadde wizer.'

Free stie fersteld fan Jack. Hij koe echt drave. Free moast Topsy sa hurd mooglik drave litte om Jack foar te bliuwen as dy goed tasette. Al gau koe Jack net allinne de myl ûnder de fiif minuten drave, hij koe ek de twa myl yn in bytsje oer de tsien minuten drave.

Jack woe syn pasfûne kracht dele en hij bea oan om om de beurt mei Free te draven. Dy koe dan drave wylst hij mende. Free wist dat er noait in sprinter wurde koe, seker net sûnt er in kear dat slimme gefal mei seare knibbels hân hie. Mar hij ferbaasde himsels mei hoe't er lange-

ôfstândrave koe. Jack koe dan miskien de myl flugger drave, mar Free koe it hurdst drave sûnder wurch te wurden. Omdat Topsy it paad wol koe, draafden Free en Jack soms milenlang nêstelkoar. Mar it wie altyd Jack dy't it earst ophâlde moast. Syn gesicht waard dan pears om syn noas en hij moast dan swier pûste om Free bij te hâlden, en op 't lêst, as er it hast bejoech, moast er it oerjaan en nei Topsy roppe 'Ho, stop!', wylst Free trochdraafde.

Tsjin mids oktober koe Free sûnder te stopjen de seis myl fan Hello nei de pleats fan DeGreate drave en hoegde er amper te pûsten. Soms draafde er ek noch de ekstra myl skeanoer, troch it lân fan DeGreate, nei har eigen hûs. Gauris draafde er hinne en wer nei skoalle, fjirtjin myl deis.

Ada wie de earste dy't fernaam wat dat mei him die. Sa no en dan spatte der bij Free in knoop los as er wat swiers optilde. Se moast ek de knopen op syn colbertjaske fersetse.

Yn de wykeinen thús hie Free faak tiid oer. Mei it ekskús dat er studearje moast, gong er dan de trep op om op bêd in roman te lêzen. Hij mocht noch altyd graach oer it gefoel fan de skerpe hurde hoeken fan syn nije learboeken, mar it wienen romans en skiednissen dy't him oanloeken. Op in freed hie er Tess fan de D'Urbervilles meinommen. Bij it trochblêdzjen wie him in stikje oer in Ingelse boerepleats opfallen. Hij wie ek in passazje tsjinkommen dat Tess har oer it ien of oar tryst fielde. De beskriuwing fan Tess hie him tinke litten oan de moaie Winifred Bonner.

Dy jûns doek er fuort nei iten yn dat boek. Hij siet yn 'e hoeke mei de rêch nei de gaslampe en mei de sokken op de naaimasine. Nei ûngefear in oere hearde er syn mem sa heal en heal sizzen: 'Ik freegje mij ôf wat dy jonge dêr sit te lêzen. Ik ha al trije kear wat tsjin him sein en hij heart mij net.'

'Free!' sei Alfred skerp tsjin him.

Free hold op fan lêzen. 'Ja?'

'Harkje nei jim mem as dy dij wat freget.'

'Ja, mem?' It gasljocht yn har boerekeuken wie folle skerper as it lampeljocht yn Tess har hûs.

'Watfoar interessants lêsto dêr yn 'e goedichheid?'

Free wie fier genôch yn it boek kommen om te witten dat dy smoarge Alec D'Urberville Tess krekt ruïnearre hie. Dat koe syn mem mar better net witte. 'O, wat húswurk,' liigde er.

'Wêr giet it oer?'

'Och, oer boereminsken yn Ingelân.'

Om dy leugen goed te meitsjen lies er in pear rigels foar út in alineas

dy't er krekt út hie. “Doe't Tess mei har ko begûn wie, waard der even net mear praat op it melkersplak, en gjin lûd sturde it brûzjen fan de molkespeten yn de talrike amers, útsein sa út en troch in útrop oan ien fan de beesten om om te draaien of stil te stean.”

Ada wie ferbjustere. ‘Sûnt wannear hasto sa'n niget oan melken datst alles ferjitst ast dêroer sitst te lêzen? En noch wol Ingels melken? As wij dij mar amper bewege kinne om ús te helpen mei Amerikaans melken?’

‘It is mar in ferhaal, mem.’

Alfred sei: ‘Do wolst mij wiismeitsje dat wij goed soer fertsjinne jild betelje om dij nei skoalle te stjoeren om út te finen hoe't se de kij yn Ingelân melke?’

‘It is it ferhaal dêroer, heit, dat it belangryk makket. En wat it betsjut.’

‘Ha,’ sei syn heit. ‘In giseljende sturt yn dyn eagen sil dij heel wat better fertelle wat it betsjut. Foaral as dy wat wietich is.’

Ada skodholle. ‘Shakespeare, ja. Mar lêze oer hoe't Tess in ko yn Ingelân melkt, nee.’

Alfred prakkesearde der noch wat op om. ‘Al moat ik sizze dat dat brûzjen fan de molkespeten wol heel goed klinkt.’

Ada skodholle noch in kear. ‘Se moatte wol heel achterlik wêze yn Ingelân dat se dêr noch altyd jonge famkes melke litte. Ik soe hjir yn Amearika foar gjin jild melke wolle, al fergong ik ek fan de honger.’

Alfred folle syn piip en stiek him oan. ‘No, frou, wat dat oangiet, jonge famkes yn it âlde lân, dy melke noch altyd.’

Free sei: ‘Mem hat noch net sein wat mem woe.’

‘O, ja, dat. Kinst even de kelder yngean en wat jam ophelje foar it brea-iten moarnier?’

‘Fansels wol.’

De sneins dêrop besleat Ada om foar ienkear de tsjerke oer te slaan. Doe't Free mei de oaren thúskaam fan tsjerke fernaam er daalk in koele blik yn har eagen. Hij fûn al gau út wêrom. Doe't er om Tess fan de D'Urbervilles socht, koe er dat boek net fine. Hij hie noch sa'n fyftich siden te gean. Doe't er syn mem frege oft sij it ek sjoen hie, hie se in antwurd foar him.

‘Ik ha Tess oan kant lein. Stel je foar, datst sok spul lêst.’

Hij mocht graach waarme rys mei bûter en sûker derop, mei wat kaniel, mar dy middeis smakke dat net sa goed. De oare moarns gong er as altyd nei skoalle. Ta syn ferbazing seach er fuort nei de moandeistsjinst hoe't syn heit en mem de keamer fan rektor Hedges ynloadst waarden. Syn mem hie it boek fan Tess fan de D'Urbervilles bij har. De doar waard achter har tichtdien. Troch it ribbeltsjeglês seach er dizige skaden hinne en wer bewegen, doe't de trije minsken dêr de

stuollen wat ferskoden en sitten gongen. Dat syn heit in heale dei frij naam fan it hjerstwurk en syn mem meigong, dat betsjutte dat se echt ûntdien wienen.

Hij siet nei de skoallelunsj yn de stúdzje-oere syn Latyn II te dwaan, doe't der ien op syn skouder tikke. Opsjend, seach er rektor Hedges en syn lyts fjouwerkant snorke. Dy wonk him mei de finger om mei te kommen. Free gie oerein en folge him sûnder drokte nei syn keamer.

‘Wolst in stoel?’

‘Jawol, menear.’

‘Do witst grif al wêr't dit allegear oer giet?’

‘Ik tink fan wol.’

‘Wat hast leard fan it ferhaal fan Tess?’

‘No, in soad oer hoe't de Ingelsken buorkje.’

Hedges seach him mei in freegjend glimke oan. ‘En?’

‘Ik ha leard dat ûnseedlikheid net leannet. Al koe dy earme Tess dat net helpe. Dy smearlap fan in Alec fûn har sliepend yn it bosk en foardat se it besepte, hie er har ruïnearre.’

‘En dat hast der fan leard?’

‘Ja, mar ûnseedlikheid is toch ferkeard?’

‘Ja, tink ik wol.’ Rektor Hedges seach nei de brede gouden ring oan syn linkerhân. ‘Tinkst datst begrepen hast, goed begrepen hast, watsto lêzen hast?’

‘Hardy is dreech om te lêzen. Hij skriuwt ûnhandich.’

Hedges moast laitsje. ‘Dêr joust no krekt wat goede literêre krityk. Sa tink ik ek presys oer him, jonge. Ik ha Mark Twain folle leaver.’

Rektor Hedges naam faak de majesteitlike hâlding fan Mark Twain oan as er dreech neitocht. ‘No, Free, do witst fansels wol dat jim mem fan dij hâldt. It is in goede frou. Mar se fynt dij te jong om oer seks te lêzen. Dat se hat mij frege om mei dij in oerienkomst út te wurkjen. Datsto earst myn goedkarring krije moatst foar elke roman dyst út de bibleteek meinimme wolst. Goed?’

Free seach swart. Hij knikte stadich. Hedges die earst de hannen gear en foarme doe in tsjerketoer mei syn wiisfingers. ‘Wat mijsels oanbelanget, ik sjoch der gjin kwea yn datst oer dy earme Tess lêst. Do likest op in folwoeksen manier oer har lêzen te hawwen. Mar do moatst ûnthâlde dat jim mem net wend is oan sokke lêsstof.’

‘Mem is trouwens wol goed bij.’

‘Dat wit ik. Se hat allinne net folle romans lêzen.’ Hij glimke. Syn swart snorke riek dêrbij út. ‘Ik bewûnderje har dat se hjir kommen is. En ik bewûnderje dij om dyn loyaliteit.’ Hij gong oerein. ‘No Free, ûnthâld dan datst myn goedkarring freegje moatst foardatst in roman meinimst. Ynoarder?’

‘Ynoarder.’

In stikmannich dagen letter kaam Hedges Free yn ’e bibleteek tsjin doe’t er wat yn de romans omstrûnde. Hij like wat lêbich dat er him dêr sa fluch nei har petear tsjinkaam. ‘Klear mei dyn húswurk?’

‘Sa goed as.’

Guon fan de bern dy’t ûnder de hege ruten omhongen moasten wat gnize. Hedges draaide him mei in gisel om en stoarre har mei swarte eagen batsk oan. ‘En dy fraach jildt jim spotters ek, witt’ jim.’

De bern gongen oerein en ferdwûnen yn de stúdzeseal.

Rektor Hedges draaide him wer nei Free om. Syn eagen foelen op Free syn lange skonken dy’t ûnder syn boksen útstieken. ‘Do begjinst aardich omheech te sjitten. No ja, sa giet soks. Soms set de natuer yn op harsens, en soms op spieren.’

‘En soms op beide,’ wie Free syn replyk.

Der bloeide op Hedges syn gesicht in blik fan oprjochte ferbazing op, sels fan wille. ‘Dy slach is dines, jong. No wit ik datst wat ynhâld yn dyn boppekeamer hast. Moai sa.’

De kij hienen dy hjerstmis seare plakken op har oeren, en foardat Free it beseft hie er op syn fingers ek in pear plakken. In pear dagen letter ferskynden der seare plakken op de ûnderkant fan syn polzen. En doe, it slimst fan allegear, krige er plakken op syn kin. Dat wienen net de wenstige jongespûsten. It wienen brede platte steden, mei in gielige koarste. Krekt as it like dat it hast oer wie, brieken se iepen en begûnen se wer te rinnen. Ada joech him wat fan har frouljussalve, mar dat holp neat. Alfred joech him wat fan syn hynstesalve, mar dat like de plakken noch hurder oer syn gesicht te smarren. En wat mear dat er him mei sjippe wosk, wat slimmer dat it waard.

De bern op skoalle begûnen him wat nuver oan te stoarjen. Birdie, dy’t meastal wol mei him omgean woe, begûn him te mijen. As er Orrie Overslough tsjinkaam bij de húskes, loek dy de noas op as roek er wat dat ferrotte wie. En Winifred Bonner, dy aardige froulike Winifred, loek har gesicht ek yn tearen.

Alfred hie in nij brún learen jaske foar him kocht. ‘Dat hâldt de wyn tsjin,’ sei dy, ‘en is toch lekker licht om yn nei skoalle te draven.’ Yn it middeisskoft moast Free wat foar syn mem bij de drogist fan Hello helje. Nei fluch syn lunsj iten te hawwen, haaste er him de trep del nei de jongeskapstokken om syn learen jas te pakken. Dy hong ferkeardom oan ’e heak, mar hij sloech der gjin acht op. Hij strûpte him fluch om de skouders en draafde de trep nei boppen op en nei bûten. Doe’t er in stel famkes foarbijrûn, fernaam er dat dy frjemd en ferheard opseagen.

Der wienen yn ’e stêd sels mear ferheard nei him sjende gesichten.

Hij seach se út syn eachshoeken. De drogist yn 't bysûnder stoarre him nei doe't er de winkel útrûn. Hij wie ûngefear op healwei werom nei it skoalterrein, doe't it him ynfoel dat der wat wêze moast mei syn nekke, en net allinne syn gesicht. Hij besleat dat hij, as er wer bij de we's wie, yn de spiegel nei syn nekke sjen soe. Wat er seach joech him in skok. Syn nekke wie neat mis mei. Mar ien hie in pear wurden op syn nij brún jaske kalke.

Unrein!
IK HA LEPPRA
Ut 'e wei!

Dat wie it dus. Hij koe it hânskrift. Orrie sinent. Dy hie him noait lije mocht nei al dy honkslaggen tsjin him yn it stikje greide fan frou Fish. Dy smearlap. No ja, it wie no ienkear gebeurde. Syn heit hie sein dat dy plakken stadichoan tichtgongen en dan soe iderien ferjitte dat er se oait hân hie. Free loek it jaske út en spelde de kalken letters yn in waskbak derôf.

In oere letter tikke syn learaar Peter Brooks him yn 'e stúdzjeseal op it skouder. Mei in tryst âld glimke flústere er dat er him graach even te wurd woe.

Free folge him nei it talelokaal.

'Free, do hast toch wol nei de dokter west foar dy plakken?'

'Nee. Heit seit dat se fan de kij komme.'

'Hmm. No, ik tink datst better dyn jas helje kinst om even mei mij nei de dokter te gean.'

'Wêrom? We kinne dat net betelje.'

'Kom mar mei. Dan sjogge we wol wat de dokter seit. Op myn kosten. Om jim mem in deugd te dwaan fanwege lang lyn.'

Free helle syn jas op. Swijend rûn er mei Brooks de stêd yn. Brooks hie wat frjemds, suver faderliks oer him. Lyts koart mantsje dat er wie, waggele er mear as dat er rûn, mei in nuvere hinne-en-werjende knibbelbeweging. Hij hie al in aardige keppel bern, sân yn seis jier tiid. De bern op skoalle seinen oer him dat er die wat Van Rill allinne mar beloofde. Hij glimke wat heal as ien dy't ree wie om noch ienris ferrast te wurden.

Dokter Brander Mars hie in sprekkeamer achter yn it sikehûs op de earste ferdjipping. Hij hie in pearse noas. De minsken seinen dat er in soad dronk omdat er elke dei tefolle ellinde seach. Toch stie er bekend as in earsteklas dokter. Alfred hie ris opmurken dat as in man en in bear ris bij ûngelok trochinoar mjukse wienen, en ien fan har stjerre moast, dat Mars dan fan de stikken dy't it noch dienen in ridlik

funksjonearjende arbeider meitsje kinne soe. Ada mocht net oer dokter Mars syn swarte wynbrauwen. Hij wie te bot, sei se. Hij tocht oer minsken as wienen it dieren.

Dokter Mars seach yn ien eachopslach wat der te rêden wie. ‘Aha, kowepokken, sjoch ik.’

‘Dat is it dus,’ sei Brooks. ‘Hinget soks oan?’

‘Dat soe men wol wolle.’

‘Hoedatsa?’

Mars loek tearen yn syn pearse noas. ‘In gefal fan kowepokken is in perfekte yninting tsjin de pokken.’

Free skeat oerein. ‘Dat ik kin dan gjin pokken krije?’

‘Nee. En kowepokken litte oars as de pokken gjin groeden nei.’

Brooks like opluchte. ‘Hoelang duorret it foardat dy plakken ferdwine?’

‘Sa’n twa wike.’

‘Hmm. No dan. Wat binne wij jo ferskuldige?’

‘Jo betelje?’

‘Ja.’

‘Nei al dat kreamheinwurk dat jo mij besoarge ha, neat.’

‘Tankjewol, Brander.’

Op wei werom nei skoalle frege Free: ‘Dat ik kin gewoan op skoalle bliuwe?’

Brooks naam him even bij de earm. ‘Lit mij dij nochris besjen. Mmm. Witste, myn jonge’ - hij slokte even doe’t syn brede lippen de wurden ‘myn jonge’ foarmen - ‘witste, jongehear Alfred, miskien soest better fjirtjin dagen thús bliuwe kinne wylst dy plakken tichtgeane. Se binne sa ... der binne nochal in pear.’

Dat wist Free ek wol. Doe’t er himsels dy moarns yn ‘e spiegel besjoen hie, hie er oan Lazarus en syn iepen plakken tocht. Der wie wat yn de manier wêrop’t Brooks prate dat him de siken ynhâlde liet. De minsken walgen fan him as se him seagen. Sa slim sels dat ien fan har oan lepra tinke moast.

‘Ik skriuw jim mem wol even in briefke,’ sei Brooks op ’t lêst, wat tefreden mei himsels, ‘om de situaasje út te lizzen.’

‘Dat is goed.’

Dy jûns lies Ada wat ferbaasd dat briefke. ‘Ha jo wol oait,’ sei se súntsjes. ‘Wat aardich fan him. Ik ha altyd wol witten dat it in aardige man wie.’

Alfred siet syn kofje te drinken. Hij naam in swolchje en glimke wat yn himsels. ‘Wie hij it net dy’t oait mei dij gean woe? Dêr’t jim folk fan tocht dat it in goede partij wêze soe?’

‘Ja, wol ’k ek leauwe.’

‘Miskien hiest mei him trouwe moatten. Dan hie dyn âldste in stedsjonge west en hie er gjin kij mei swolderige oeren melke hoegd.’

‘Docht der net mear ta. Dat is al lang foarbij. Mar Peter Brooks hat altyd wol in gefoelich hart hân. Al ha ik der wol sa myn gedachten oer dat frou Brooks altyd yn ferwachting is.’

Free syn geast begûn te meallen. Syn mem hie dus mei Brooks trouwe kinnen en dan soe er Alfred Brooks hjitten hawwe. Hij besocht om him foar te stellen hokfoar fereale gedachten Brooks hân hawwe kinnen hie oer syn mem. Wat nijsgjirrich dat syn mem leaver in lange kreaze man ha wollen hie, dy’t net lêze of skriuwe koe, as in koart mantsje dat studearre hie. Syn heit dronk syn kofje út. ‘Dat, Brooks wol datst in pear wike thús bliuwst, hè?’

‘Ja.’

‘Miskien kinne we dêr in positive draai oan jaan. Asto mij helpt om dy twa wiken mais te plôkjen, kinne we dat foar’t de earste snieflokken fleane derôf helje.’

‘Ik maisplôkje mei al dy plakken?’

‘Jawis. Wêrom net?’

‘No, ik woe myn húswurk dwaan. De leararen ha mij sein wat ik dy fjirtjin dagen te dwaan hie.’

‘Ik bin net fan doel om dij hjir noflik bij de kachel sitte te litten wylst ik yn ’e kjeld stean te wrotten. Gjiniens sjocht dy plakken dêr.’ Alfred heinde Free syn swarte gesicht op. ‘Harkje ris even, jonge. Ik ha dij nei skoalle gean litten, wylst elk stom famyljelid dêr op tsjin wie. Dêr soest op syn minst tankber foar wêze kinne.’

De oare moarns riste Alfred Free út mei in wein mei in grutte laadbak. ‘Smyt dy seisentweintich tomme twa kear deis fol en dan hast dijsels twaenfyftich bushels plôke.’ Hij joech him in âlde stjitplanke en ek noch in sydplanke fan seis tomme heech foar it gefal dat er mear plôkje soe as seisentweintich bushels per lading. ‘Dyn âld skoalmaat Floris Haber hat, hear ik, in pear kear fiifensechtich bushels op ien dei plôke.’

Alfred helle foar him noch in ekstra heak foar it ljocht foar it blêdôfstrûpen. Hij joech him ek noch in stel wanten mei dûbele tommen. As ien tomme fersliten wie, koe men de want omkeare en mei de oare tomme plôkje. De katoenen wanten hienen oan ’e bûtenkant in poal dy’t sa sacht as in katsje wie. Dêrnei striek er oer de linkerbokse fan syn overal reade skuorreferve. De râne fan in opdroege maisblêd koe samar troch gewoane spikerstof hinne snije, mar net troch beferve stof. En as lêste makke syn mem him út de boksen fan in âld overal in pear plôkersmouwen. Hij droech de plôkersmouwen oer de mouwen fan syn boesgroen.

It miggele wat doe't se de oare moarns fan bêd kamen. Nei ien kear nei brea-iten de driuwende mist opsnúfd te hawwen, besleat Alfred om net it lân yn te gean. De mist loek tsjin alven op, en om healwei ienen nei in stevich middeismiel rattelen se tegearre it lân yn, wylst Alfred de fossen mende, Fan en Dick, en Free de skimmels, Polly en Nell.

Alfred begûn it earst, twa rigen nimmend. Even letter stjoerde Free syn skimmels de twa rigen yn dy't syn heit krekt plôke hie.

Krekt as syn heit hold Free ien al plôke rige tusken de hynders en it noch steande mais yn. Free begûn stadich. Syn heit hie him leard hoe: gryp de kolf mei de linkerhân, skuor de heak oan de rjochterkant troch de blêden oan de ûnderkant, gryp dan de oerbleaune blêden oan de kolf beet mei de linkerhân, gryp de keale kolf mei de fingers fan de rjochterhân boppe de heak, skuor de kolf los fan de stâl, en smyt noch altyd yn ien beweging de kolf min of mear yn de rjochting fan de stjitplanke. De kolven fleagen yn in bôge ien foar ien tsjin de stjitplanke en kletteren dan op de hurdhouten flier fan de wein. Gripe, blêd derôf, skuorre, smite. Bang, bang, bang.

Al foarútdromend seach er hoe't er dy jûns oankomme koe mei in grouwe lading gouden mais. Minstens twaentritich bushels. Hij soe Floris Haber ris wat sjen litte. En no't er toch oan 'e gong wie, ek al dy kankerjende famyljeleden dy't fûnen dat de skoalle him bedoar. It soe wêze as in homerun op in honkbalfjild. Syn heit sels smiet twa kear deis syn djippe wein seisentritich tommen djip fol. Dy beskôge it as in grutte dei as er mei tachtich bushels thúskomme koe. Omke John ek. Al besochten dy gekke Sherm en dy noch gekker Garrett trije ladingen fan fjirtich bushels op in dei te plôkjen. Mar dat soarte plôkjen wie foar kampioenen.

Foarút sjend fernaam er dat syn heit al oer de heuvel ferdwûn wie. Dy âlde koe aardich fluch plôkje. Free besleat dat er mar better de sokken deryn sette koe. Healwei de skeante oan de oare kant fan de heuvel seach er dat syn heit al oan 'e ein fan it lân wie. Dy klom op syn wein, seach achter him om te sjen hoefier't syn soan al wie, griep doe yn syn wein nei de wetterkanne en naam in stevige swolch. Hij fergriemde gjin tiid. Klear mei drinken liet er de hynders omkeare en stjoerde se de folgjende rigen yn. Fuort dêrnei wie er wer oan 'e gong, bang, bang, bang, bij de heuvel op.

Al gau fernaam Free dat syn fleanend mais net langer mei gekletter yn de wein foel. De boaiem rekke al bedobbe. Dy gedachte fitere him oan.

Nei in skoftke koe er it net litte om te sjen hoefolle oft er al plôke hie. Hij sprong op in tsjilas en kipe yn de wein. Dat wie in ôfdijer. De steapel ûnder de stjitplanke wie noch mar amper tsjin de twadde

planke op begûn te klimmen, wylst de beide úteinen fan de steapel noch mar ien kolf heech wienen. Hij liet himsels wer op de grûn sakje en begûn as in duvel te plôkjen. Hij prate mei himsels ôf om net wer te sjen foardat er bij it ein fan it lân wie.

‘Oan it wurk, jonge,’ droech er himsels op.

Doe’t er oan ’e ein wie, besleat er dat er net dwaan soe wat syn heit die, in swolch nimme en tagelyk even om him hinne sjen. Dat hie er al dien. Beret stjoerde er de hynders mei it bit de folgjende twa rigen yn en doek wer de maisrigen yn. Polly en Nell wienen sa nuet as wat. Elke kear as er nêst har achterein kaam, rûnen se sa’n tsien stappen nei foaren oant er in pear trêden achter it achtersjil stie. Dan, wylst hij plôke om har wer yn te heljen, sochten sij mei de snút yn de tichtbij fladderjende blêden om te sjen oft syn heit miskien in kolf oerslein hie. Soms sloech dy in ûnfolgroeide kolf oer, dy’t mei syn twa tomme te dreech om te plôkjen wie en dan hienen Polly en Nell in lyts feestmieltsje. Alfred sei dat it de muoite net leanne om dy saneamde ‘nubbins’ te plôkjen. Dan koenen jo samar de pols ferstûkje.

Healwei de weromreis, bij de heuvel op, fernaam Free dat syn allegeduerich leunen tsjin de maisstâlen oan en der soms mei beide skonken oerhinne hingjen, syn lytse man stiif makke hie. De rjemmige rook fan krekt brutsen mais en it parfum fan fertrape foksesturtgers ûnder syn fuotten hie dêr ek foar soarge. Hij moast oan Winifred tinke, foaral dy kear doe’t se mei him yn dat net-ôfmakke lokaal yn de Academy op dy tafel sitten hie. Stel dat je it mei Winifred dwaan soenen, hoe pakten jo soks oan? Even sjen. As er it sa die, de hân healwei har skonk omheechskode, dan soe se de skonken wierskynlik bijelkoar triuwe. En dan?

It wie nuver, mar yn gedachten koe er noait fierder komme as dêr’t de famkes dy slútbeweging mei de skonken makken.

Dy moaie Winifred. Hij frege him ôf wat se op dat momint oan it dwaan wie. ‘Sit grif allinne mar Latyn II te learen,’ sei er lûdop.

Dêr moast er om laitsje en hij fielde him fuort in heel stik better. Noardwestlik oare kant de rivier seach er twa stjitplanken boppe omke John syn maisfjild útstekken. Omke John en omke Sherm. Se beweeegden nei de oare kant, en omke Sherm lei fier foar. Dy hold altyd in wedstryd tsjin in tinkbyldige kampioen. Wat soe it in aardichheid wêze om op in jûn, wylst se yn de keuken in kop hjitte sûkelademolke dronken en iderien wat oan it opskeppen wie, syn heit sizzen te hearren dat, jawis, syn âldste jonge oankommen wie mei in kolossale lading fan twaentritich bushels, en dat noch wol bij syn earste besykjen om allinne te plôkjen.

Hij moast even yn syn wein kypje. Hij sprong op de tichtstbije

tsjiltuolle en die dat even. Goed. Dat wie better. De steapel oranje mais wie no sa heech as de twadde planke. Tsjin de tiid dat er bij de tredde en fjirde rige wêze soe, soe er it wol sjen kinne fan dêr't er stie te plôkjen. Dêrnei soe er mei elke kolf dy't er smiet de bulte groeien sjen kinne.

Hij sette de sokken der wer yn. Hij sprong en griep in kolf hjirre, sprong en griep in kolf dêre. Hij draaide en bûgde en skeat oerein. Syn hannen bewoegden as draaiende swangrêden, soepel, seker, fluch. Bang, bang, bang. It slagge him om hieltyd ien kolf yn 'e loft te hâlden. Der wie in kolf dy't fan de stjitplanke foel, dan de kolf dy't krekt smiten wie, en as lêste de kolf dy't er oan it ûntblêdzjen wie. Der waard sein dat Garrett altyd twa kolven yn 'e loft hâlde koe. Mar it foarnaamste wie om noait te sjen hoe fol as de wein al wie.

Free hie toarst doe't er oan 'e ein kaam. Hij moast foar de drinkerskanne op de wein klimme en koe it sa fansels net helpe om nei de mais yn syn wein te sjen. Ja. It wie al boppe de twadde planke út. It pompswetter yn de kanne smakke poerbêst. Suvere nektar út bloedwoartels sûgd.

Hij begûn mei syn fyfde en sechde rigen. Op dat stuit sa likernôch begûnen syn giele plakken sear te dwaan. Dy hienen al wiken jokke. Soms sa slim dat er der wol oan klauwe moast. It plak op syn linkerpols wie it slimst. Sa grut as in stoer en der wienen wol tiden dat er der, bij it fuortheljen fan it ferbân, wis fan wie dat er de bonke sjen koe. Hij brûkte syn linkerearm it earst en it permaninte stjitten tsjin de fertize maisstâlen hie syn linkerpols o sa gevoelig makke.

Hij betocht dat nei skoalle gean toch feitlik prachtich wie. Hij soe hartstikke bliid wêze as dy besiking fan de kowepokken en it maisplôkjen oer wêze soe. It skoallibben wie toch it iennige. Sa no en dan moast er troch in maisblêd dat bij syn noas warrele, tinke oan de rook fan it Klassike Skiednisboek. Sels oan syn freesde Latyn II-boek. Ja, lêze oer hoe't Caesar heel Gallië, besteande út trije delen, ferovere wie noch altyd in heel stik better as mais rizen te sjen yn in wein dy't syn tredde gong troch it maisfjild makke. De bulte groeide doe't er bij de heuvel op plôke. Al gau wie er bij de twadde naad yn de stjitplanke.

Hij begûn de kolven op it heechste punt fan de bulte te rjochtsjen. Wat flugger as dy punt stiegde, wat flugger as de wein folreitsje soe. Soms wie er der nei sa'n tsien smeten seker fan dat er, tsjin de tiid dat er bij de ein wie, mear as twaentritich bushels ha soe. Dan, sa'n tsien smeten fierder, wanhope er wer, seker dat er minder as tritich bushels ha soe.

Op it heechste punt fan de heuvel wie de bulte yn 'e wein heech genôch om oer de planke oan syn kant te rûgeljen. Tiid om de boel oan te passen. Hij klom op de wein en loek de sydplanke fan de stjitplanke

en sette dy oan syn kant. Dêrbij moast er de middelste klampen troch it mais rame. Hij naam in stevige swolch út 'e kanne en sette wer ta.

De bulte mais waard heger. It wûn him op te tinken dat er op 't lêst in man wurden wie dy't syn eigen lading mais plôke. Hij fantasearde dat er op in dei it nasjonale maisplôkerskampioenskip winne soe. In medalje winne foar de steat wie suver like geweldig as in honkbalteam nei de oerwinning te smiten yn in World Serieswedstryd. No't er allinnich syn eigen lading plôke, hearde er bij in geweldig soarte fan manlju. Jonge, miskien soe er sels in kear yn in jier begjin oktober earst de Cubs nei in World Serieskampioenskip smite kinne en dan letter yn oktober it nasjonale maisplôkerskampioenskip winne kinne. En sa yn ien en deselde hjerst twa kear in held wêze. Foar in keardel dy't achte waard lepra te hawwen wie dat net sa min.

De sinne sakke. Der stie gjin wyn. Oeral om him hinne hong de rook fan fermintearjen. Under him wie de rook fan moude sa swiet as de smaak fan brune sûker. De lette neimiddeisspinnen kamen te foarskyn. Har sulveren triedden wynderen syn gesicht foarbij, en bleauwen op syn plakken hingjen. Dêrtroch begûnen dy ôfgryslík te jokjen. Hij moast der mei de side-achtige poal achter op syn wanten hoeden wat oerhinne rosse. Guon fan de iepen plakken lieten oranje-achtige spoaren nei op syn wanten. It wie in troep.

De poal op syn linkertomme wie it earst fersliten. It duorre net lang foardat de skerpe rân fan de maiskerrels oer it bleate fel fan syn tomme raspen. Hij plôke noch even mei de bleate tomme troch, oant dy read begûn te wurden, en besleat doe om de wanten om te kearen en de twadde tommen te brûken. Dêrfoar moast er de heak losmeitsje, mar dat wie it wol wurdich.

Der rûn bloed út it grutte iepen plak op syn linkerpols. Mei syn tosk en linkerhân strûpte er de heak oer syn omkearde want en begûn wer te plôkjen.

Der rûgele in kolf oer de sydplanke. Hij klom op de lading en treau de bulte mais nei de beide úteinen ta, oant de wein oan de boppeste twadde planke ta strikende fol wie. Hij makke him der wat soargen oer dat der net mear mais wie. It begûn derop te lykjen as soe er oan 'e ein fan seis rigen net dy twaentritich bushels krije.

Hij seach even bij de hichte del hoefolle oft der noch te plôkjen wie. En beseft doe wêrom't er der net mear mais útkrige as er ferwachte hie. Hij hie de pech hân dat er oan in dearinnende fuorge begûn wie. Syn lêste twa rigen seagen der wat suterich út. Dy moasten sa wol minder maiskolven hawwe.

Hij sette de sokken der wer yn. De lading waard njonkelytsen swier en de izeren tsjilbannen snijden djippe spoaren yn de droege ierde. De

skimmels kreunden as se de wein de wenstige tsien, tolve stappen nei foaren loeken. It die him deugd dat er sûnder te sjen de stjitplanke reitsje koe. Hij waard sûntsjesoan sa tûk as in twadde honkman dy't de bal nei de koartstopper smiet om in dûbel spul te begjinnen. Wat tichter as er bij de ein kaam, wat flugger as er gong. De kolven yn de dearinnende fuorge wienen lyts en makliker te hantearen. It wie frijwat op de pols oankommen earder dy middeis, om guon fan dy grutte kolven fan sechtjin tomme lang om te knikken.

Hij plôke de lêste ier krekt doe't de sinne ûndergong.

Hij stie in skoftlang heel stil om him hinne te sjen. De maisstâlen liken krekt lange reade sinneblommen. Der hie ien in hispel read hjerstried ôfwuolle en dy iene tried weage foar syn eagen op en del. Hij stie yn in reade droom.

Hij klom boppe op de wein en knope de leien los. Hij draaide de hynders om en sette op hûs ta, troch guon al plôke rigen ridend. Achterútsjend seach er dat Sherm en omke John oare kant de rivier ek al ûnderweis nei hûs ta wienen. Yn de skarlekkenreade skimering glommen har weinen fan de grouwe bulten readgouden mais. Dy fan Sherm wie de grutste. Free frege him ôf oft Sherm ek oer de rivier seach. Sherm siet miskien wol dreech nei te prakkesearyen oer wa't syn heit oan it helpen wie. Hij wie in man. It wie hearlik om stadich de heak los te meitsjen fan syn rjochterhân. Stadich strûpte er de want út. Der rûnen djippe yndrukken fan de bantsjes oer de boppekant fan syn hân. Wat in lúkse om no klear te wêzen foar dy deis. Noch better: de plakken jokken net mear.

Alfred wachte him op bij de ein fan it stik bargelân. Hij hie acht folsleine rigen dien en in grouwélige lading, goed twaenfjirtich bushels. Hij hie it ek noch oan tiid hân om in stik as tritich siedkolven te plôkjen foar yn de appelkiste. Hij koe troch de blêden hinne in siedkolf fiele, sels noch foardat hij him plôke hie. De appelkiste siet fêst oan de treeplanke oan de linkerkant.

'Soa,' sei er. 'Net sa min.' Syn eagen glieden oer Free syn lading hinne en wer.

'Bist oan 'e ein takommen?'

'Ja. Mar ik ha gjin twaenfjirtich bushels.'

'Wit ik. Do kaamst yn in dearinnende fuorge telâne.'

'As dat net sa west hie, hie ik miskien sels wol seisentritich helje kinnen.'

'Jonge, tritich bushels is mear as genôch foar in jongkeardel as dij.'

Free beseach de lading ûnder him. 'Is heit dêr seker fan?'

'Jawis. As ik in arbeider betelje moatte soe foar dy lading, dan soe 'k dat ek sa sizze.'

Free hie syn heit wol in út jaan kinnen.
 ‘No, jonge, nei hûs ta. Mem en de skuorre wachtsje op ús.’
 Fjirtjin dagen letter wienen Alfred en Free klear mei it maisplôkjen.
 Om deselde tiid hinne gong it lêste plak fan Free ticht.
 ‘Ik tink dat ik no wol wer werom kin om Caesar te helpen de rest fan
 Gallië te feroverjen.’

Free * 8

Dy winters fûnen de mem fan Jack en dy fan Free dat it foar har jonges
 te kâld wie om yn in houten koetske seis myl nei de stêd te riden.
 Jannewaris wie altyd o sa kâld en febrewaris wie de moanne fan de
 sniestoarmen. Dat betsjutte in skoftlang it ein fan har hurddraven.

Dosint Ralph fûn in keamer foar Free bij de famylje fan Henry
 Brunstein. Henry Brunstein wie krekt opholden fan buorkjen. Hij wie
 in neef fan Tena Brunstein, it famke dêr't Sootman mei sin tsjinoan
 botst wie. Henry wie begjin tritich, trouw, en hie in jonkje fan acht jier.
 Hij hie it goed dien as boer, mar der absolút gjin momint nocht oan hân.
 Syn frou Carrie hie ek net folle ophân mei de lucht fan in boerepleats.
 Mar doe't Henry op in dei oankundige dat er wer nei skoalle gong yn
 pleats fan in saak út te keapjen oan de winkelstrjitte, begûn Carrie spyt
 te krijen dat se sa faak oer dy boereluchtsjes krimmenearre hie. Wêr
 soenen se fan libje wylst er nei de high school gong? Henry sei dat se
 har gjin soargen meitsje hoegde, hij wie fan doel om de skoalle yn twa
 jier ôf te meitsjen. Dat soe op syn meast mar trijetûzen dollar kostje fan
 de fyftjintûzen dy't se bij de ferkeap fan de pleats oerholden hienen.
 Henry en Carrie hierden in hûs tsjinoer it strjitsje fan Ralph. It kaam
 sa dat Ralph syn stúdzje-adviseur waard. Ralph wie optein en fûn it
 prachtich dat Henry syn talint brûke woe.

Free mocht Henry graach lije, mar joech net folle om Carrie. Henry
 hie in breed ljocht gesicht, ferbaasde blauwe eagen en in rêstige glim op
 it gesicht. Hij mocht graach ite, mar omdat hij it der net mear ôfwurkje
 koe, begûn er te swier te wurden. Carrie mocht net oer dikke manlju.
 Se sette him op in strang dieet. Se joech him bij it brea-iten in heale
 sinesappel, ien sleeffol hjouwermout mei in heal glês dreagemolke, en
 ien kop swarte kofje. De middeis tsjinne se as iten in glês dreagemolke
 op, in plakje tsiis, en twa bledsjes slaad. En jûns bestie it iten út in kwak
 stampde jirpels, in leppelfol sjú, in tin stikje bret fleis, ien tin stikje swart
 brea mei in klútsje bûter en in mespuntsje jam, en as neigesetsje in heale
 par mei in pear dripkjes fruchtesop. Amper genôch om in protter mei yn
 libben te hâlden. Mar dat dieet hold Henry syn gewicht wol ridlik ûnder

kontrôle. Undertusken waard Carrie sels hieltyd meagerder, oant se in strypke droege fleis like. En har soan Sylvester kromp ek stadichoan as in opdroege komkommer. Feitlik waarden Sylvester syn jongeslippen nei in skoftke sa bleek as in aaidop. Dy bleke lippen kontrastearden dúdlik mei de sitroengiele skeinspruten der omhinne.

Free hie dúdlik de yndruk dat Carrie har mei har fjouweren iten joech fan syn fjouwer dollar yn 'e wike foar kost en ynwenning. Nei in pear wiken fan Carrie har suterich iten begûn Free him soargen te meitsjen dat er meikoarten weikwine soe. Hij gong de wykeinen sa faak mooglik nei hûs foar syn mem har oerfloedige intensiederij. Hij doarst se thús net te fertellen dat de Brunsteins him net genôch iten joegen. Hij wie te gelokkich dat er wer mar in pear strjitten fan de skoalle ôf yn 'e stêd wenje koe. Syn mem fette syn geweldige wykeinhonger op as it safolste teken dat har jonge iet sa't elke opgroeiende jonge dat dwaan koe.

It die bliken dat Henry in fan wie fan de Chicago Cubs. Dat fergoede in soad, en suver ek syn frou Carrie. Nei in mieltsje dat wol yn in holle kies koe, hienen Free en Henry faak in soad wille troch elkoar ferhalen te fertellen oer de ferskillende Cubs-leden, oer de geweldige trijefingerige curve dy't Trijefingerige Mordecai Brown smite koe, omdat er troch in ûngelok syn wiisfinger kwytrekke wie, en de grutte dûbelspulkombinaasje fan Tinkers-Evers-Chance. Se liezen alle ferhalen oer winterhonkbal, sa't dy yn de Sioux City Journal stienen. Beide seagen se út nei de dei yn april, dat de sportpagina's wer de gearfettings joegen. Henry wenne de lessen net bij. Hij rûn de skoalle troch mei in fersneld skema, troch ien fak per kear te dwaan. Hij studearre thús, en as er tocht dat er klear wie foar in eineksamen, gong er nei it hûs fan de learaar om dat ôf te lizzen. Hij fleach yn seis wiken troch Latyn I en II hinne, en die itselde mei Dútsk I en II. Der wie grutte kâns dat Henry tsjin it begjin fan juny sawol de earste as de twadde klasse ôfmeitsje koe.

Free die it him ûndertusken wol oan tiid. Hij studearre krekt hurd genôch om te slagjen en lies de rest fan de tiid wêr't er mar sin oan hie. Al gau hie er de measte goede boeken fan de skoalbibleteek út en begûn er in oare bibleteek te sykjen om dy te plonderjen. Op in jûn fregen Ralph en syn frou oan Free oft er op har beide jonkjes passe woe, wylst sij yn in oare stêd nei in feestje gongen. It famke dat gewoanlik húswarre wie siik. Free woe dat wol graach dwaan. Ralph syn hûs stie grôtfol boeken. Free brocht de beide jonkjes om acht oere op bêd, sa't him opdroegen wie. Dat wie net echt oars as syn broers Jonathan en Abbott op bêd te bringen. Doe begûn er alle boeken troch te sneupen.

Oeral stienen boeken, planken en planken fol, yn de keamer, de

gong, de moaie keamer, sels yn de badkeamer. En boppe stie de boel noch foller mei boeken. Free moast hoeden syn paad sykje Ralph syn studearkeamer yn. Allemachtich. Wat wie it toch geweldig om learaar te wêzen. Hij besleat gjin boeken oan te reitsjen yn de studearkeamer. Ralph wist wierskynlik presiis wêr't elk boek stie, en soe fuort sjen kinne oft der ien yn syn hillige der hilligen omsneupt hie.

Free rûn wer nei ûnderen en begûn de samlingen yn de wenkeamer bijlâns te gean. Alle noch te ûndersykjen boeken makken him ûnrêstich. It soe jierren fergje om sels mar in tsiende fan al dy boeken te lêzen. En sa wis as wat, as er op in dei in grut man wurde woe, dan moast er dêr op syn minst aardich wat fan lêzen hawwe. Jo koenen dêr ek net samar even fluch trochhinne blêdzje. Koenen jo se mar op in wûndere manier yn jo ûnthâld opnimme, troch se bijgelyks op te iten, of troch in soarte fan hypnoaze.

Syn each foel op It Untstean fan de Republyk der Nederlannen fan Motley. Free wist noch dat er Ralph in kear sizzen heard hie dat Motley de Friezen bewûndere om de manier wêrop't se har fersetten hienen tsjin de Spanjerts en striden hienen om frije minsken te bliuwen. Heit syn folk, de Friezen, waarden soms de Nederlanners neamd. Ferskeidene tûzenen jierren wienen de Friezen as ien folk op ien plak bleaun. Hij fûn in maklike stoel mei in goede lêslampe dernêst, sette de fuotten op in kessentsje en doek yn it grouwe brune boek.

Motley skreau op in dramatise manier, al wienen de sinnen soms wol wat lang. De beskriuwing fan dy einleaze wiete woastenij yn de delta's fan de trije rivieren, de Ryn, de Maas en de Skelde, en it ferhaal fan hoe't sekere iere bewenners dêr foet oan 'e grûn krigen hienen, rekke er fan yn 'e besnijing as wie er krekt op in woeste sektouter sprongen. Hij lies oer de gigantise Kelten en de reusachtige Friezen, dy't mei sukses de Romeinse legioenen fan Caesar wjerstien hienen. Beide folken hienen woeste blauwe eagen, wylst de Kelten lang wapperjend ljocht hier hienen en de Friezen lange lokken fjurrich read hier. Dat wie dus syn heit syn folk. Syn heit hie dan wol gjin read hier, mar wol deeglik woeste eagen.

Hij hie Ralph en syn frou der net ynkommen heard. Ynienen stie dy glimkjend nêst him op him del te sjen. Nêst him stie syn geduldige frou mei har bleke blauwe eagen.

'Wat lêsto dêr?' Free wie bang dat syn learaar it net lije mocht dat er yn syn boeken omsneupt hie.

'Wat oer de Friezen.' Hij die it boek ticht en lei it op de leuning fan de stoel.

'Motley, hê? Ik kaam dij oer 't mad, hê?'

'It lêst as in goede roman.'

Ralph krige it tsjokke brune boek op en blêde der trochhinne. Doe sloech er it yn 'e midden iepen en roek djip yn it bynwurk. 'Soa.'

Free koe sjen dat de goede learaar oars oer him begûn te tinken. Hij hie it net sa goed dien yn syn lessen oer de âlde skiednis.

Frou Ralph sette har taske oan 'e kant en liet de jas fan 'e skouders gliidzje. 'Ha de bern dij noch problemen jûn?'

'Se wienen makliker om op bêd te bringen as myn jongere broerkes.'

'Moai sa.'

Ralph liet it boek op in tafeltsje falle en loek ek de jas út. 'Dat, Motley lêst as in goede roman, is 't net sa?'

'Ja.' Free kaam oerein. Hij loek syn learen jaske oan. Hij woe net te lang bliuwe.

'Gary,' sei frou Ralph. 'We ha fjouwer oeren fuort west.'

'O ja. Wat binne we dij skuldich, Free?'

'Wat jouwe jim meastal?'

'Wat seist fan fyftich sint?'

Safolle? Mei al dy prachtige lêsstof? 'Bêst.'

'Wolst it boek fan Motley mei ha?'

'Hee, dat soe geweldig wêze. Ik sil der ôfgrysliek goed op passe. As der brân útbrekt yn 'e hûs, dan is dat it earste dat ik rêde sil.'

Ralph moast laitsje. 'Nim mar mei.'

Dêrnei liende Free in protte boeken fan syn learaar Ralph. Hij wie dêr o sa foarsichtich mei. Foar kostbere earste útjeften makke er in kaft fan kranten. Sûnt dy tiid hold Ralph Free yn 'e klasse yn 'e gaten.

Se bestudearren it Grykse libben foar de tiid fan Kristus. Ralph liet har foto's fan it Parthenon sjen, fan it teater fan Epidamus, fan it orakel fan Delphi. Hij prate oer hoe't it yn dy âlde tiden west hawwe moat - in eachferblynjende wite timpel heech op in rots boud, in publyk dat oandachtich nei in stik fan Sophokles harke, in fersleine held dy't op it oardeel fan it orakel wachte. Ralph dramatisearde de leafdesskiednis fan Paris en Helena. Hij beskreau yn detail de handige trúk fan de Griken om guon fan har soldaten Troje yn te krijen mei in ûnbidich grut houten hynder.

Ralph wie soms moarns o sa hastich om syn learlingen oer dy gouden dagen te fertellen. Hij kaam it lokaal yn barsten, mei de mûle al yn aksje, om har oer dy rare Sokrates te fertellen, dy't, wylst men him op strjitte yn Athene in ferfelend stik potiten fine koe mei syn synise fragen, tagelyk in held wêze koe troch it libben fan Alkibiades te rêden. Yn in pear tellen hie Ralph de klasse yn 'e besnijing oer in libben fan fiifentweintich ieuwen foar har eigen berte. Al har gesichten gloeiden yn it moarnsljocht. Soms heinden syn brilleglêzen presys it iere ljocht op, sadat se flitsten as de eagen fan Zeus sels. Hij rûn hinne en wer, fan it rût

nei de matglêzen doar. Hij skodde mei de holle oant syn sulverljocht hier oan beide kanten fan syn hege foarholle foel. En as oan 'e ein fan de les de belle klonk, dan ferlieten de learlingen it lokaal in bytsje swevend. Op in jûn sei Free ferlegen dat er besletten hie om histoarikus te wurden.

Ralph siet yn syn noflikste stoel. 'Mar jim mem wol datst dominy wurdst.'

'Dominy? Dat noait. Ik wol in kear nei Grikelân en al dy plakken besjen dêr't jo yn 'e klasse oer ferteld hawwe.' Free fielde him op syn gemak. 'Witt' jo, menear, soms as jo oer dy âlde tiid fertelle, is it krekt oft ik dêr echt bin. Iksels. Soms sjoch ik heel eefkes alles wer. Krekt as giet der in gerdyn oan 'e kant - en dêr is it, minsken dy't op de merk tsiere oer de priis fan griente, en ezels dy't op strjitte skite, wylst se tûnen mei olive-oalje nei de keaplju sjouwe. Ien kear, sa't jo it fertelden, seach ik sels wêr't ien fan de riemkes fan in sandaal fan Alkibiades losrekke, en hoe't Sokrates dat seach en glimkje moast, omdat hij op bleate fuotten rûn. Echt wier, menear, ik seach dêr even it echte Athene. De sinne skynde op it wite moarmere Parthenon ... en doe, floep, wie dat gesicht fuort.'

Ralph syn blauwe eagen glinsteren achter syn bril.

'Echt wier, menear.'

'Witsto wat, Free? Do hast wat dêr't de measte minsken net fan meirate kinne. In heel goede fantasy.'

De folgjende kear dat Free yn april syn rapport mei nei hûs naam, moast er even oan syn heit en mem syn sifer Alde Skiednis sjen litte. Dat wie fan 78 nei 96 omheechsprongen. Guon fan syn oare sifers wienen ek heger wurden, mjitkunde fan 89 nei 92, Latyn II fan 85 nei 87. Al wie syn Ingels sifer wat sakke, fan 87 nei 85.

Dyselde wyks begûn er wer nei skoalle te draven, sân myl hinne moarns en de jûns sân myl werom, al wie it dan net achter Jack DeGreate syn koetske oan. Free besleat dat er dêr net mear ferlet fan hie. Hij wie grutsk op syn skonken. Moarns bij de dei-iepening wie it him de lêste tiid opfallen dat de spieren oer syn knibbels hinne tsjokker wurden wienen. Dy knibbels wienen op 't lêst like moai foarme as dy fan de basketbalspilars.

Doe't syn heit him in pear tennisskuon kocht, gielbrún mei wite soallen, begûn er grutsk op syn hurddraverskapasiteiten te wurden. Yn syn al wylde ferbylding wie er in echte Gryk.

Free * 9

Muoike Engleking besleat om de simmers dêrnei nei de stêd te ferhúzjen. Se kocht in hûs net sa fier fan beppe Alfredson har betonnen blokhûs ôf. It wie donkergrien ferve.

Op in jûn rieden Alfred en Ada en de bern nei Bonnie om har in besite te bringen. De bern gongen mei om mei Fredrika te boartsjen. Dy liet earst mei har puntnoas in pear fan de dingen sjen fan har nije plak: in tún fol reade tomaten, in kampke lân foar muoike har Jerseyko, de nije wite hikke nêst de skuorre. De skuorre wie in behindich read stedsgefaltsje mei in skodoar foar it rydtúch. Se naam har sels mei de golle yn, dêr't boppe-yn de downen koerden as sachte mûlharmonika's.

Wylst se dêr yn de golle wienen, seach Free om him hinne nei in plak dêr't er mei Fredrika lizze koe. Dy heinde syn blik op en naam har hastich allegear mei bij de ljedder del. Krekt op dat stuit kaam de hûn fan de buorlju oanrinnen en dage dy fan Fredrika, Shep, út. Shep waard poer en jage him fan syn nij besit ôf. Everett en Albert en Jonathan fûnen dat byljen fan de hûnen tsjinelkoar o sa grappich en draafden nei bûten om Shep te helpen.

Dat joech Free de kâns om Fredrika te freegjen wat der te rêden wie. 'Neat,' sei dy. 'Behalve dat ik no seker wit dat ik it no net dwaan moat.'

'Wêrom net dan?' Hij die de wite hikke achter har ticht.

'Ik kin no in baby krije.'

Hij pakte har bij de hân beet. 'Hoe bist dêr sa wis fan?'

Se liet him har hân beethâlde, mar kniep net werom. 'Myn susters ha mij ferteld dat it te riskant is, as je dêr hier krije.'

Hier. Hij seach it foar him. In pear wiken lyn hienen syn âlders in tochtsje nei Bigelow makke om bij muoike Joan lâns te gean, en him thúslitten om op it spul te passen. Fuort doe't syn heit it hiem ôfried, hie er wat spesjaals dwaan wollen, wat wylds en ferbeans. Hij wist noch dat syn mem in geheim doktersboek yn har sliepkeamer hie. Hij gong de fertsjustere sliepkeamer yn en loek it rolgerdyn omheech en fûn it, in tsjok grien boekdeel, yn it ûnderste laad fan har ladekast, ûnder in steapel nachtjakken. Bij it trochblêdzjen fûn er in kalinder foar it hele jier. Dat hjitte fan Berteskema. Dêrûnder koe men oantekens meitsje. Hij seach dêr syn eigen jierdei, seis jannewaris, mei in rûntsje deromhinne, en in fraachteken boppe trije jannewaris. Om Everett wie der gjin rûntsje, mar bij Albert en Jonathan wol.

Nei de oare kant sjend, foel him op dat der om fiif april ek in rûntsje lutsen wie, mei syn namme deryn skreaun. Njoggen moannen. Soa. Dat syn mem har bern op in bepaald momint krige, wie dus achterôf net sa ûnskuldich. Se plande soks fan tefoaren. Hij blêde fierder. Op 't lêst hie er fûn wat er echt socht hie, plaatsjes fan it spul fan in frou en ek it wapen fan in man. Yn it gefal fan de frou toanden dy it hier as it lange gers op in Indiaanse grêfheuvel. De lange iepening stie der ek op. Der wie ek in dwerstrochsnee fan de fagina. Free wie ferrast om

te ûntdekken dat dêr in bocht yn siet. Hee. As er in hurden hie, wie dy sa rjocht as in liniaal. Hij lies troch. Yn it doktersboek stie dat de trochsneedlingte fan de penis fan in folwoeksen man seis tomme wie. Hij wist noch dat Sherm sein hie dat er der elke dei fiif minuten oan lûke moast, as er in grutten woe. De dwerstrochsneed fan de manlike penis liet ek hier sjen.

Hoe dan ek, Fredrika hie hier en wat hij hie wie inkeld wat langachtich poddehier. Hij flústere yn it tsjuster: ‘Mei ’k it even oanreitsje?’

‘Nee. Ast ienkear dyn hân yn myn broekje hast, dan jou ik ta.’

‘Toe no.’

‘Nee.’ Se seach wyld om har hinne. ‘Lit ús even op de hiemtouter sitten gean en wat skommelje.’

Free tocht, no goed dan. Se draafden it hiem oer en stapten yn de touter. It wie ûnder de beammen tsjusterder. Free loek oan har om har nêst him te krijen, mar se skodde him ôf en gong op it plak tsjinoer him sitten.

‘Ast mei dyn fuotten triuwst,’ sei se, ‘sa, op de flier fan de touter, dan giest moai hinne en wer.’

It skommeljen yn de hiemtouter joech in rêstjaand gefoel. Hij holp har de touter op gong te bringen, oant dy yn syn sprinkhoanne-achtich freem lawaaierich hinne en wer beweegde. Doe hipte er fluch nei de oare kant nêst har.

‘Dat is net earlik,’ sei se.

Hij lei de hân op har búk. ‘Toe no.’

‘No, goed dan. Do meist troch myn ûnderbroekje hinne fiele, mar net deryn.’

Fredrika siet sa stil as in wachtsjend katsje. Nei in skoftke wie Free heel ferbaasd te fernimmen dat er yn syn nije overal in aardich stivenien hie.

‘Lit mij it dwaan,’ sei er.

‘Nee.’

‘We ha it al in kear prebearre.’

‘Doe wienen we noch lyts.’

‘Ik kin noch gjin sie meitsje.’

‘Hoe witsto dat?’ Miskien hie se wol gelyk. Dat soe ek wat wêze as hij en Fredrika foar de hele gemeente stean moasten en bekenne dat se it sânde gebod oertrêde hienen, en dan dêrnei de baby dope litte moasten. Se trappen de hiemtouter soepel hinne en wer.

‘Bist dêr wis fan?’ frege se.

‘Wêrfan?’

‘Watst niis seidest, datst noch gjin sie meitsje kinst.’

‘Of it moast wêze dat in bytsje pis babys meitsje kin.’

Se joech him in leafdefol triuwke. ‘Suffert.’
 ‘Lit mij dan teminsten boppe op dij lizze.’
 ‘Nee. Ik ken dij. Do stekst him der dan toch stikem yn. Boppedat sjogge de bern ús dan.’
 ‘Gean dan op myn skoat sitten.’
 ‘O, goed dan.’ Se glied op syn skoat. Free sloech de earms om har hinne.
 ‘Wat in nuver bultsje hasto dêre,’ sei se.
 ‘Do hast dêr sels in nuver bultsje,’ sei er.
 ‘Dat sil myn sturtbonkje wêze.’
 ‘Dat is knap skerp. It docht suver sear.’
 ‘Praat net sa dom.’ Free loek har wat omheech op syn skoat. Tagelyk slagge it him om syn gulp ûnder har los te meitsjen. Doe’t er syn tredde skonk frij liet, spatte dy derút as in duveltsje út in doaske.
 ‘Wat sitst dêr toch ûnder mij te wrotten.’
 Hij holp har om wat op syn skoat te ferskowen. ‘Sa better?’
 Ynienen waard se oerémis. ‘Wêr is er. Wêr hast him? Do bist toch net yn mij nei binnen gliden, toch?’
 ‘Nee.’ It smoar yn dat se sa senuwachtich stom die, skodde er har even goed hinne en wer om har te bedarjen.
 ‘Wêr is er dan?’
 ‘Hij stiet rjochtoerein tusken dyn billen dêr.’
 Se taaste dernei. ‘O. Goed. Dat is better. Soargje der goed foar datst him dêr hâldst.’ Se kniep de billen bijelkoar. Free fûn dat wol lekker.
 Se holpen elkoar de hiemtouter hinne en wer te skommeljén. Alle kearen dat se tsjin de flier trape, fiede it hieltyd better tusken har billen. Al gau begûn it weake fleis oan de binnenkant fan har billen him o sa noflik sear te dwaan. It gelokkige gerop fan de boartsjende broerkes ferdwûn. Hij fiede himsels o sa opswold. En hij koe mar amper fierder sjen as it puntsje fan syn noas. Ynienen hie er it gefoel dat er helpe moast om de touter fûler skommelje te litten. Se like oan te fielen wat er woe en holp út alle macht. Se makke de bewegings fan de binnenkant fan har billen sa lekker foar him as se mar koe. En it wie krekt as wie der in hynder ûnder him kommen, en doe as wie it hynder binnen yn him krûpt, en doe liet it hynder him fûl en heech in pear kear omheech stegerje, en griep Fredrika him beet.
 ‘Ik fiel dyn hartslach dêr!’ rôp se. ‘Hee, wat grappich.’
 Free rekke in pear tellen yn ’e sûs. Gjin wûnder dat beppe graach flaufalle mocht. It wie wol lekker om dat te fielen. Soms, op it hiem thús, as er in skoftke foaroerbûgd stien hie te wjudzjen, wie er ek eefkes yn ’e sûs, as er te fluch oerein gong. Dat hie dy kearen ek wol

aaklich west om te fielen, mar ek wol lekker. Mar dat soarte fan yn 'e sûs reitsjen like yn neat op dit nije gefoel. Dit wie wol in super gefoel.

‘Nee. Kinst noch gjin sie meitsje,’ sei Fredrika.

Free * 10

Free sprong op Tip en fjouwere mei him de dyk op om de post op te heljen. Hij woe graach yn de Sioux City Journal fan de âlde Hopkins sjen hoe't de Cubs it derôf brocht hienen. Foar it earst yn jierren spilen de Cubs yn 'e earste divyzje en hienen se in kâns om kampioen te wurden. Charley Root en Sheriff Blake wienen baas pitchers. Grouwe koarte Hack Wilson mei syn lang slachhout sloech links en rjochts homeruns. As se Hack in frije loop tastienen, dan moasten se it opnimme tsjin de âlde Hoss Stephenson, dy't net sa maklik út te spyljen wie. It wie de kompetysje fan 1926 en de Cubs wienen yn opmars. Hij moast ferskillende kearen op Tip nei har postbus rikke, foardat er der ticht genôch bij komme koe om de post te pakken. Tip wie dêr altyd wat skoftich, en dat die se mei sin.

Dêrnei pakte er de krante. Dy wie foar de Cubs en as dy wûnen stie dat altyd yn de kop. As der gjin wyn stie, koe er feilich de optearde krante in bytsje iepenje om yn de sportpagina's te kypjen. Hij tearde de krante wat iepen en lies stadich de kop fan achteren nei foaren. ‘0-1, one-hitter in smyt Root.’ Hee. ‘Root smyt in one-hitter. 1-0.’ De âlde Charley Root hat it him wer flikt.

Hij die de krante wat fierder iepen en lies troch. Root hie tsien Pirates derút smiten.

Allinne Big Poison Waner hie him in slach ôfwinne kinnen, in honkslach troch de midden. ‘Set him op, Cubs, it kin,’ flústere Free. Under him liet Tip syn hûd ronfelje en hij besefte wer wêr't er wie. Foarsichtich tearde er de krante wer op, sadat it net lykje soe dat der mei omgriemd wie. De âlde Hopkins wie in soer âldfint en as er oait útfûn wat Free útheefde, soe er syn heit sizze dat er net langer syn post ophelje mocht.

Bij de beammantel fan Hopkins lânsridend en op deselde hichte as har hôf seach er ferskeidene beammen stiiffoel mei appels. Hij wie fan doel om oer it stek te hippen en dêr syn bûsen mei fol te stopjen, oant er de âldman op de stoepe seach yn syn skommelstoel. Hij seach him rjocht oan. Nêst him sieten syn frou en dochter, ek al skommeljend. Beide froulju droegen sinnehuodden. De âlde Hopkins en syn frou wienen in nuveraardich span. Frou Hopkins wie hast in kop grutter as de âldkeardel. Mar se wie skitend benaud foar him. De âldman wie noch

slimmer as Napoleon. Gjinien fan de trije jonges hie oait ferkearing hân. Hij hold se thús en liet se as slaven arbeidzje. En Pearl, de dochter dêre, dy't wol kreas wie, wie sels noch noait fan it hiem kommen om nei tsjerke te gean, dêr't se miskien in aardige jongeman treffe kinnen hie. Syn heit sei dat op in dei dy famylje noch in kear freeslik ûntploffte soe. Wylst dy trije op de stoepe trochskommelen, fiede Free hoe't se him opnamen. Hij bearde lykwols dat alles ynoarder wie en ried nonsjalant nei de ekstra brievebus en flokte Tip út doe't dy wer syn healwize oanslaggen úthelle. Hij pjukte in bleate tean yn syn kidelige delen, oant er fier genôch sydlings nei de brievebus skood wie om de post deryn te smiten. Doe't er de krante deryn treau, wie er bliid te sjen dat der sawat gjin tearen yn sieten.

'Fuort, Tip.' Fuort sette dy it op in sabeare widzjend fjouwerjen en nei hûs ta. Ja, Tip hie de pest oan wurk. Doe't er wer bij it hiem wie, stie syn heit him bij de hiemshikke op te wachtsjen. Hij rikte nei de post.

'Gjin brieven,' sei Free. 'Allinne wat troep. Mar de Cubs ha wûn mei 1-0.'

Alfred glimke him wat heal ta. 'Soa.'

Free begûn him oer dat heale glimke soargen te meitsjen. Der wie wat te rêden. Dat moast mei syn skoalgean te krijen hawwe. Alfred blêde sels troch de post hinne. 'Nee, gjin brieven. En dat is spitich. No, kinst mar better fan dat hynder komme en him op stâl sette. Jim mem en ik wolle even mei dij prate.'

Tsien minuten letter siet Free mei syn heit en mem om de keukenstafel. Ada begûn. 'No Free, wij hienen hjoed eins ferwachte oer de post fan dyn learaar Ralph te hearren. Sast witst, ha wij him frege om nei in deeltiidbaantsje foar dij om te sjen, om foar takom jier te helpen dyn ûnderwiis betelje te kinnen. Want we kinne gewoan net de kost en ynwenning foar dij betelje.'

'Mar ik ha toch al sein dat ik wer nei skoalle drave woe. Draven is goed foar honkbalwerpers.'

'Nee,' sei Alfred, 'dêr giet it net om. Want we kinne ek yn jannewaris en febrewaris gjin kost en ynwenning foar dij betelje, as it te kâld is om nei skoalle te draven. We ha it no krapper as oait, jong.'

Ada sei: 'Dyn sifer foar skiednis is omheechgien, mar dyn oare sifers binne net echt ferbettere.'

'O, mem.'

'Dat, we moatte ús ôffreegje oftst eins helendal wol nei skoalle gean moatst.'

Thúsbluwe? God, nee. Hij woe op in dei in grut man wurde.

'Wêr't ik net bij kin,' gong se troch, 'is hoe't haadmaster Ardman

yn Bonnie sizze kin datst in heldere kop hast, wylsto op de Academy allinne mar gewoane sifers hellest.’

‘Dat is omdat ik yn myn klasse al dy âlde kloatsekken te ferslaan ha,’ sei Free, ‘en dy naaie mei de heechste sifers út. En dan praat ik noch net iens oer dy âlde wiven yn myn klasse.’

‘Alde wiven?’ rôp Alfred, en syn mûle foel dêrfan iepen. Hij like wat niget te krijen oan dat ûnderwerp.

Free sei: ‘Jim kenne dy Henry Brunstein, dêr’t ik bij west haw? No, dy fljocht mij fan ’t jier glêd foarbij en takom maityd krijt er syn diploma.’

Ada siet mei de hannen gear op har skoat. Se droech in grize jurk en in blauwe skelk. Se wist echt net hoe’t se ’t hie mei har soan. ‘Alde kloatsekken’, seit er. Foar har wie in ûnfatsoenlik wurd brûke itselde as in dominy op de preekstoel flokken te hearren.

Free gong fierder: ‘Ja, en dy Alfred Dempsey, no, dy is minstens fiif jier âlder as ik bin. En dy hat ek wol in goed ferstân.’

Ada sloech de eagen op. Se stoarre him rjocht oan. ‘Ik freegje it dij noch in kear. Betink dat der in protte fan dyn antwurd ôfhinget. Miskien wol dyn hele libben.’ In djippe sucht tilde har de holle omheech. ‘Free, wolst echt graach nei skoalle ta?’

‘Ja.’

Ada suchte noch in kear. ‘Goed dan. Dat stiet dan fêst. Alfred?’

Dy fette de ko bij de hoarnen. ‘Jonge, do wistst dat ik it op ’t heden ôfgryslík drok ha. Mar om der wis fan te wêzen dat wij it goede foar dij dogge, slingerje ik de âld Buick oan en dan geane do en ik hjoed noch nei Hello om te sjen oft we net ergens in deeltiidbaantsje fine kinne foar dij, sadatst kommende hjerst toch nei skoalle kinst. Pak dyn klean en dan geane we.’

Earst gongen se bij Ralph oan. Dy koe neat foar har dwaan. Dêrnei gongen se bij dominy Lodge lâns. Dy koe har ek net helpe. Doe bij de boargemaster fan Hello. Dêr kaam ek gjin help.

Alfred en Free sieten even yn de auto de boel te oertinken, harsels ôffreegjend wêr’t se it dêrnei besykje koenen. Alfred pakte syn piip en stiek him oan. Syn skerpe toskan makken in kriezend lûd oer de pipestâl. ‘Jonge, ik wit it net mear. Of do moatst noch wat witte.’

Free wist ek neat te betinken. Ynpleats hie er in goed gefoel oer de grutte oerwinning fan de Cubs de deis dêrfoar.

Alfred stoppe de piip noch in kear. ‘As ik no sels dit probleem hie, wa soe ik dan opsykje?’ Hij blaasde in pear riikkrinkjes omheech. ‘Hee, fergemy, fansels.’ Syn grize eagen gongen iepen: dat er dêr net earder oan tocht hie. ‘Hee, lit ús nei Chauncey Mack gean. Bankiers

witte alles wat der yn 'e stêd te rêden is. In dokter wit miskien mear oer dyn achterst en hoe min as dat soms wurket, en in dominy wit mear oer it hart en hoe ferdoarn as dat wol net wêze kin, mar de bankier wit sels noch mear. Dat moat er wol, foardat er jild útliene kin.' Hij glimke nei Free. 'Jonge, bliuw hjir even sitten.' Hij kloppe de piip út, stapte út en rûn mei lange halen de strjitte yn nei de First National Bank fan Hello.

Hij wie yn tsien minuten wer werom, en glimke ien fan syn oerwinningsglimkes. 'Miskien ha we toch noch gelok. Der wennet hjir in man, Bart Westham, dy't in pleats hat. Hij hat krekt in swiere operaasje hân en kin wol in ekstra melker brûke. Ik wit wol datsto net de bêste melker op 'e wrâld bist, mar ast dyn bêst dochst, bist goed genôch. Sille we him ris opsykje?'

Free fiede him as de misdiediger dy't, nei earst in feroardeling ta libbenslang, ynienen mirakuleus in lichte straf krijet. 'Ja, derop ôf.'

Bart Westham wenne mei syn frou Emma en dochter Dodie oan de súdoastkant fan de stêd. Hij hie fjirtich acres lân en it hûs en de skuorre en de oare bijgebouwen wienen allegear splinternij en wyt skildere. In mantel fan waaibeammen stie breedút op de finne oastlik fan it hûs. It wie in skoander plak. Alfred stoppe foar de hiemshikke en sette de motor út. 'Gjin wûnder dat dy fint bij de bank yn it kryt stiet.'

Der kaam in man de keukensdoar út drafkjen. Hij wie meager, mei holle sliepen, en blikkerjende blauwe eagen. Syn lippen wienen krom ferlutsen, en sels wat wreed.

'Wat is der?' frege er.

Alfred sakke earst wat achterút. Doe, Free oansjend, stapte er út. Hij mocht graach mei syn hele lingte rjochtop stean, as er wat belangryks hie om te bepraten.

'Ik bin Alfred Alfredson út Bonnie. Binne jo Bart Westham?'

'Ja?'

'Ik ha heard dat jo in melker brûke kinne om bij te springen.'

'Dat is sa, ja, dat is sa.' Bart Westham seach fan de heit nei de soan en werom.

'Jo bedoele him?' frege er doe, mei de noas nei Free wizend.

'Ja, ús jonge dêre. Free komt fan 't hjerst yn de tredde klasse fan de Western Academy, mar ik kin dat net betelje. Dat hij moat dat sels fertsjinje. Foar de kost en ynwenning.'

'Hij dus? Ja, ik kin him tink ik wol brûke. Mar hij sil oanpakke moatte. Der is hjir op 'e pleats gjin plak foar loaie stjonkerts. Wij melke altyd presys om fiif oere. Seisentweintich kij.'

Alfred fluite tusken de toskten. 'Jo en ús jonge melke twa kear deis seisentweintich kij?'

'Ik ha ek noch in arbeider. Wij komme healwei fiven moarns fan bêd

ôf. Ha it melken om seis oere dien, brea-ite, de molke yn flessen, dan de boel op de truck. Ik prebearje de molke altyd om acht oere ôf te leverjen. Dat sil de jonge tiid bij de rûs jaan om him te ferklaaien en om njoggen oere nei skoalle te gean.'

'Mar de skoalle is hast in myl hjirwei,' sei Free.

Bart sei spotsk: 'Sa'n hoannestap.'

Alfred kaam foar Free op: 'Ha mar gjin noed dat er net rinne wol.' Syn stim waard suver minachtsjend. 'Ferline jier hat er altyd sân myl hinne en wer nei skoalle draafd.'

'Soa.'

'En nei skoaltiid?' woe Alfred witte.

'Hij moat om fjouwer oere thús wêze en klear foar it wurk. It nimt in oere om de kij te fuorjen. Presys om fiif oere begjinne we te melken. Om seis oere klear. De frou wol dat wij om presys seis oere ite. Dan tsjin sân en de molke yn flessen. De frou wol om likernôch deselde tiid it skûtelwaskjen dien hawwe. Sij wol beslist it wurk foar har ek earlik ferdeeld hawwe.'

Alfred begûn wat twivels oer dat baantsje te krijen. 'Dat is in ferduld soad wurk foar -'

'Graach of net.'

Alfred syn hals waard read. Hij wie de iennige op ierde dy't je noait yn 'e rede falle moasten. Hij seach Bart grimmitich oan. En betocht doe dat er oan syn soan tinke moast en net syn eigen gefoelens. 'De jonge krijt fansels wat bûsjild foar al dat wurk, is 't net?'

'Net ien reade sint. Man, nei myn skriklike operaasje hâldt it sikehûs al foar de tsjerke de hân op foar it bytsje jild dat ik fertsjinje. Lit stean de bank.'

Alfred draaide him fan Bart ôf. Syn knokkels wienen wyt. 'Jonge, it is oan dij. Do bepaalt it. Wat seist derfan?'

Free seach syn heit rjocht oan. 'Mem seit dat God mij in talint jûn hat. Ik doch it.'

Bart die in stap tebek. 'Hee, wacht even. Kinst wol melke?'

'Sjoch sels mar,' sei Free.

'Kinst fan 'e jûn al begjinne?' frege Bart.

'Ik ha myn overal net meinommen.'

'No, wat soe dat?'

'Nee,' sei Alfred, him wer nei Bart omdraaiend. 'Ditkear giet de jonge noch mei mij nei hûs. De skoalle begjint pas op tiisdei, en dat is ier genôch.'

'As dat baantsje der dan noch is.'

'Hee,' sei Alfred, 'dochst it no, ja of nee?'

'No, goed dan. Oant tiisdei dan, jonkje. Mar pas der goed op. We wurkje hjir allegear hurd. Hurd. Hurd.'

Underweis nei hûs sei Alfred: ‘Ik wie hast yn ’e wille en jou dy fint in traap tsjin syn reet. Heel heech.’

Free wie tankber foar dy wurden. Ferlike mei Bart Westham wie syn heit in heel aardige man.

It wie kertier foar fjouweren doe’t Free op de keukensdoar kloppe fan it hûs fan Westham. Hij hie in kofferke bij him.

‘Kom der mar yn.’

Free gong nei binnen. In fleizige frou mei brún hier en blauwe eagen yn in griene jurk stie bij it oanrjocht wat teespul ôf te waskjen. Se hie de hals fan ien dy’t oait dik wurde soe.

Free sei: ‘Ik bin jim twadde melker.’

‘Ik bin frou Westham.’ Se beseach him fan kop ta tean, syn hannen noch it meast. Se wie wat ôfstandlik yn har dwaan. ‘Kom, ik sil dij dyn keamer sjen litte.’ Se rûn sydlings de trep op en die in iken doar iepen nei in grutte keamer op it westen, mei blau behang. De wite gerdinen wienen oan kant skood sadat de keamer goed ljocht wie. De flier wie fan op kertier sage ikehout en glom as netsjes steapele goudstêven. Yn ’e hoeke stie in walnuten buroke, in ladekast fan walnút, in mânsk koperen ledikant, en in samling bûntkleurige flierkleedsjes lei oer de flier.

‘Dy keamer sil ik fan hâlde,’ sei Free.

‘Dy silst dele moatte mei Kaes Hinke, ús arbeider.’

Achter har kaam in lyts famke de doar yn. Se hie it ljochtste hier dat Free oait sjoen hie. En har blauwe eagen hienen de kleur fan reinwetter mei in heel lyts bewyske fan blau. Frou Westham draaide har om.

‘Dodie! Do makkest mij kjel.’ Se lake ûntskuldigjend. ‘Dodie kin sa stil achter jo oan slûpe, je witte nooit dat se der is.’ Se besepte dat se gemiensum die tsjin in frjemd. ‘Dodie, sis goeie tsjin Free, ús nije twadde arbeider.’

Dodie besleat dat se Free wol lije mocht en gong iepen as in grutte laitsjende blom.

‘Hoi.’ Se kaam nei foaren en stiek de hân út. It ferbaasde Free hoe stevich de lytse bernefingerkes syn hân fêstgriepen.

Frou Westham seach op in wekker op it tafeltsje nêst it bêd. ‘Kom, Dodie. Ik bin bang dat Free gau syn wurkklean oanstrûpe moat. Oer tsien minuten sil jim heit yn it bûthús ferlet fan him hawwe.’ Se glimke Free wat ta en treau Dodie foar har de keamer út en die de doar achter har ticht.

Free makke fluch syn koffer leech, klaaide him út, lei syn goede klean oan kant, en strûpte de wurkklean oan. Yn it bûthús wie Kaes de kij al mealde mais oan it fuorjen. It wie in gewante keardel mei in bosk

krollich swart hier dat ûnder de klep fan syn ingenieurspet weiprotte. Hij seach Free rjocht en sûnder plichtplegings oan. ‘Op tiid, sjoch ik.’

‘Wat wolst dat ik doch?’

Kaes mocht wol oer dy fraach. ‘Gean nei de heasolder en smyt wat luzerne nei ûnderen. Ik jou wol in gjalp ast ophâlde moatst.’

Free kladdere de mânske seal yn fan in heasolder fol luzernehea. Dat wie perfekt opdroege en roek nei djoere tabak. Yn de twa wite skuorredakken dêrboppe sieten downen te koeren.

Free foarke laach nei laach fan it luzerne derôf en smiet it nei ûnderen troch it lûk yn de bûthússolder.

‘Genôch!’ raasde Kaes omheech. Free kladdere nei ûnderen. ‘Wat no?’

‘Helje in amerfol wetter en meitsje de oeren fan de kij skjin. Bart is der o sa krekt op om syn molke skjin te hawwen. As er ek mar ien tûchje yn de filten tsjems fynt, dan is er al opsternaat.’

‘Wêr is de baas?’

‘Yn ’e stêd om him de bank fan it liif te hâlden. Dy komt aanst gau genôch. Persoanlik wurkje ik it bêst as hij der net is.’

Wylst Free de oeren fan de kij wosk, seach er dat op trije nei alle kij swartwite Fryske Holsteiners wienen. Dy útsûnderingen wienen rjemmekleurige Jerseys. De trijentweintich Fryske Holsteiners hienen swiere bongeljende jaren, wylst de Jerseys stive hege jaren hienen. ‘Kaes, wêrom dy trije Jerseys?’

‘Dy Friezen jouwe in soad molke, dy Jerseys jouwe dij rjemme. Lit it mar oan Bart oer om it measte út syn foer te heljen.’

Klokslach fiif oere helle Kaes de melkamers en de molkbussen. Hij wiisde Free ferskillende kij oan. ‘Wij prebearje se elke jûn yn deselde folchoarder te melken. Jo kinne soms út in ko in ekstra moanne molke krije as jo him presys tolf oeren neielkoar melke.’

‘Mar wat, as de ko der gjin sin oan hat om elke jûn likefolle molke te jaan?’

‘Op dizze pleats binne de kij masinen. Se ha sels gjin nammen. Se ha nûmers.’

‘Mar stel dat se op in jûn deunsk binne?’

‘Bart Westham syn kij meie noait deunsk wurde sûnder dat er op in knop drukt.’ Kaes glimke wat bryk nei Free, wylst er him in tuolle oerlange. ‘Bart docht alles neffens it boekje. Hij hâldt in fokkersdeiboek bij en as it nûmer fan in ko dêryn ferskynt, pakt er it bollereidsje as hij it seit, en net as de ko it wol.’ Hij pakte syn eigen tuolle en socht in ko út. ‘En no, gjin geëamel mear oant we klear binne.’

Free gong ûnder syn earste ko sitten. Dy hie in wite side en swarte skoften. Syn opswold jaar hong noch breder as syn heupen. Free mocht

de oeren wol lije. Dy wienen sa grut as maiskolven, folle grutter as de oeren fan syn heit syn Shorthorns. Bij elke kneep rekke in lange speet molke mei in stevich getinkel de boaiem fan de amer. Al gau foarme him in laach skom en doe spuiten de molkespeten sûnder gelûd nei ûnderen. Hij fernaam bij it harkjen dat Kaes syn speten flugger en lûder klonken as dy fan him. Free begûn flugger te lûken.

Tsjin de tiid dat er mei de achterste oeren begjinne soe, dienen syn ûnderearms sear. Sels mei trije man wie alle dagen seisentweintich kij melke in duvels karwei. Hij aaide der even mei de tomme en wiisfinger oerhinne, oant de pine fuortebbe. Der wie lykwols ien treast. Al dat gemelk soe him sterke ûnderearms jaan, om better homeruns mei slaan te kinnen. Krekt as mei de skonken. Dy wienen ta krachtige sûgers wurden fan al dat gedraaf it jiers dêrfoar. Op in dei soe er in grut atleet wurde. Sa't de grutte Griken wienen. En fan dêrút soe er ek noch in grut dichter wurde. Lykas Homerus. Mar wêr't er it ferhaal weihelje moast foar syn earste Ilias, dat wist er net.

Kaes kaam ûnder syn ko wei. Syn amer wie sa fol mei molke mei in grouwe laach skom derop, dat dy krekt in geweldich grutte iishoarn like. Hij geat de molke troch in tsjems yn de molkbus. Hij seach even nei Free. 'Noch net klear?'

Free skodholle. 'Ik bin net oan sokke grutte oeren wend.'

Kaes knikte. 'Dat komt noch wol. Gewoan goed útmelke. Want sa wis as de dea sil de baas dyn kij aanst kontrolearje.'

Doe't Free syn ko dien hie, wie syn amer ek oan de râne ta fol. Kaes seach nei him bij in kowesturt lâns. 'No, do krijst teminsten alle molke derút. Dat is mear as Bart der meastal út krijt.'

'Ik kin goed mei kij omgean. Meastal.'

'Mar trou der net mei, trouwens. Do witst wat dêroer yn 'e Bibel stiet. "In man dy't seksuele mienskip hat mei in bist, moat wis stjerre. Ek it bist moatte jim deameitsje." Free moast dêr suver om laitsje.

'Dat klinkt net sa earlik foar it beest.' Hij gong ûnder syn twadde ko sitten.

'Hoedatsa?'

'No, dy man hie better witte moatten, net it beest.'

'Gjin geëamel bij it melken.'

'Tinkst dat soks oait gebeurt?'

'Bij de rûs.'

Free wie ferbjustere, oant er tocht oan Floris Haber syn bekenenissen oer wat er mei kij die, en ek oan Jake Young syn ferhalen oer wat er mei syn suster Gertie die. 'Ja, dat sil 't wol.'

'Wat ik lykwols net begryp is wat der yn Eksodus stiet. Ik begryp wol in bytsje dat je it mei in hokkeling dogge. Dy is altyd om je hinne

op in pleats, mei sa ûngefear de goede hichte, en mei sa ûngefear de goeie naadsjefoarm, mar om it te dwaan mei in frou dy't ... do witst wol wat der yn fers 18 stiet: "In man dy't bij in frou sliept dy't de regels hat, en har skamte bleatmakket" ... jakkes, dêr begryp ik neat fan.'

'En wat ik helendal net begryp,' sei in wrede stim boppe har, 'is wêrom't yn godsnamme guon minsken tinke dat se prate moatte, wylst se myn kij melke.'

'O. Goeie, baas,' sei Kaes brutaal.

'Ja,' sei Bart. Hij wiisde mei de lippen nei Free. 'Hoe docht dat nije jonkje it?'

'Oant no ta hat er mear út dyn ko krigen as dosels. Mar hij docht it wat stadiger.'

Bart seach grimmitich nei Free. 'Jonkje, set der wat gong achter.'

Free knikte stom. Hij hie der it mier oan om troch in frjemd 'jonkje' neamd te wurden. Dat mocht allinnich syn heit dwaan. Bart griep in tuolle en gong op in ko ôf, fierderop. Syn earste speten klonken as trommele der ien op in sinken dak. Der waard fierder gjin wurd mear sein. De kij kôgen earst op in befol mealde mais en dan op in befol luzerne. De trije manlju wienen tsien minuten foar de tiid klear mei it melken fan de seisentweintich kij. Free molk acht, Kaes alve, en de baas sân. De baas kontrolearde ferskillende fan Free syn kij en fernaam dat se goed útmolken wienen. Dat foldie him. Hij kaam hannewriuwend op him ta. 'Noch wat flugger en dan tink ik datst mij foldochst.'

Free syn ûnderearms dienen sear as hienen se lêst fan blineterm. It jûnsiten waard ek hastich behimmele. Bart koe noait in soad ite fanwege syn operaasje, en hij woe net dat syn frou tefolle iet, bang dat er wie dat se te dik waard, mar nuver genôch mocht er syn arbeiders graach iten sjen. Hij trune Kaes en Free hieltyd wer oan om in twadde en tredde kear út te skeppen, jirpels, bret fleis, swiete mais, bytsjes, brune bôle mei boerebûter en eigenmakke ynleine prommen. Hij geat hieltyd wer har glêzen fol mei kuolle farske molke. Free wie wend oan dreagemolke en fûn de fette molke hast sa dreech as moutmolke. Hij fielde de rjemme dêryn streekrocht nei de pynlike spieren yn syn ûnderearms gean. Bart, dy't syn eigen hapke fleis en swolchjes molke stadich ta him naam, en tsjin oprispings stried, moast glimkje om hoe't Free ite koe. 'Dat is de wei, jonkje. It minsklik lichem kin ek net sûnder benzine. Dat, wat mear benzine ast nimst, wat hurder ast arbeidzje kinst.'

Letter besleat de baas dat no't se in ekstra help hienen, hysels nei iten wol even in knipperke nimme koe. Dat betsjutte dat Kaes en Free it botteljen dwaan moasten. Dat wie ferfeelsum wurk.

Free frege: 'Watfoar operaasje hat de baas hân?'

‘Se ha twatredde fan syn mage fuortsnijd.’

‘Wêrom?’

‘Kanker.’

O, krekt as bij pake Alfred Engleking.

‘Ja,’ gong Kaes troch, ‘se ha him mar in stikje mage sa grut as in teekopke oerlitten. Dêrom yt er om de twa oeren in hapke. Al liket fierder alles ynoarder mei syn yngewant. Behalve dat er daverjende winen lit. Soms, as er ien fleane lit wylst ik ûnder in ko sit, tink ik suver dat der in tongerbuoi oankomt. En dan is it inkeld de baas.’

Free frege him ôf wat frou Westham fan de wynderichheid fan har man fûn. Hij betocht dat er Bart net ôfblazen heard hie wylst se oan it melken wienen. Miskien wie Bart dy earste deis allinne mar beleefd. Of oars bang dat er de kij kjel meitsje koe.

‘Ja. Yn it sikehûs ha de susters sein dat er der mar op losblaze moast, as er dat woe. No, mear hoegde er net te hearren, want sûnttiid hat er ôfskiten, as woe er alle rekords brekke.

Free lake net. Der moast echt wat te rêden wêze mei de baas, as er sa’n liif hie. Hij wie dy jûns te wurch om te learen en kroep betiid op bêd. Hij sliepte as in blok, doe’t Kaes om tsien oere op bêd kroep. Wat letter waard er ergens wekker fan. Even, wylst er út de sliepdizen opriisde, koe er net goed te plak bringe wêr’t er wie. It lûd dat er hearde wie like ûnregelmjittich as it sykheljen fan beppe. Doe besepte er wat it wie. Kaes lei nêst him te snoarkjen. En gjin wûnder. Hij lei plat op ‘e rêch mei de skonken wiidút en de mûle iepen.

Krispianus. Wat in leven. Kaes klonk as syn heit syn âld 4PK benzinemotor mei de kompresjekraan noch iepen, neidat er oanslein wie en de karburateur noch wat fersûpt wie. Doe tocht er oan in ferhaal dat Sherm him ris ferteld hie. Dy hie ris sliepen bij in arbeider yn it hûs fan muoike Joan, dy’t snoarke as in houtkachel mei de skûf wiid iepen. No, Sherm wist wol wat er dwaan moast. It luchtgat ôfslute. De bêste manier om dat te dwaan mei in minske wie om de fint syn tredde skonk te gripen en de kop dêrfan presys oer it spongat te hingjen, en sa it siichgat tusken it spongat en de mûle ôf te sluten. Net dat in minsk krekt as in kachel wurke, fansels. Iderien dy’t wat fan fysiology ôfwist, wist dat wol. Mar it opkrijen fan de fint syn tredde skonk en him dan falle litte tusken de skonken soe him beslist wat wekker meitsje en him dan omdraie litte en ophâlde mei snoarkjen.

Kaes syn masine fan in boarst pufte troch sûnder ien kear oer te slaan. It permaninte rocheljen yn syn kiel wie ferskriklik om nei te harkjen. It sliepen bij beppe wie teminsten noch wat opwinend. Mar dy Kaes, dy snoarke sa regelmjittich en sa sereen, dat je as taharker suver gek waarden fan dy regelmjittigens. ‘Ferrek,’ tocht Free bij himsels,

‘gjinien hat it rjocht om in oar fan syn sliep te berôvjen, sels net as er presidint fan de hele Feriene Steaten is.’ Free wist net wêrom’t er it die, mar yn it tsjuster stiek er laitsjend de hân stikem risseljend ûnder it lekken, rette wêr’t sa ûngefear Kaes syn tredde skonk lei, liet syn hân stadich falle en fûn dêr de kop fan. Hij tilde dy op en liet him falle. Dy wie suver sa grut as in kalkoenekop en hast like stevich. Doe loek er hastich syn hân werom.

Kaes syn beide hannen gongen swaaiend omheech, as wisten se dat der in fijân yn ’e buert wie en woenen se dy smearlap fuortjeie, mar koenen se net rjocht betinke hoe. ‘Hee! Wat is - Fuortdo. Wat?’ Doe waard er snoarkjend wekker en sloech beide hannen om syn tredde skonk om dy te beskermjen tsjin fierdere oanfallen.

Free lake wat yn himsels. Kaes beseft grif net wat him wekker makke hie. Hij hearde hoe’t Kaes op syn droege lippen slikke en in pear kear slokte. Hij frege him ôf oft Kaes it oait mei syn faam dien hie.

Ynienen gong Kaes yn it tsjuster rjochtop sitten. Hij tikke Free op it boarst. ‘Wêrom diesto dat, fergemy?’

Free moast noch altyd laitsje. ‘Do snoarkest sa lûd dat ik net sliepe koe. Dat ik tocht op it lêst dyn siichgat ôf te sluten.’

Kaes tocht dêroer nei. Doe begûn er te laitsjen. ‘Do tinkst toch net dat ik fentilaasje troch mij hinne ha lykas in kachelspiip?’

‘Nee. Mar ik tocht datst sa wol ophâlde soest. It wie mar in grap.’

Kaes moast noch wat laitsje yn it tsjuster. ‘No, ik sil dij wat sizze, jong. Jawis, ik snoarkje. En ik woe bij God wol dat ik dat net die. En as ik op in dei mei Gretch trou, dan sil se dêr alderduvelst oer krimmeneare. Dat ik sis dij, miskien haw ik ferlet fan wat oefening om net te snoarkjen. Dat we dogge it sa. As ik dij wekker meitsje fanwege myn snoarkjen, lûk dan even oan myn noas, net myn lytse man, om mij omdraaie te litten. Sa wurde wij freonen foar it libben. Oars net. Ofpraat?’

‘Ofpraat.’

Doe gong Kaes wer lizzen, op syn side. Hij moast noch wat laitsje en foel doe yn ’e sliep. Hij snoarke net. En Free foel ek al gau yn ’e sliep.

De sneon dêrnei wie in sinnige dei. Nei it moarnswurk kaam Bart hannewriuwend út ’e hûs. Hij hie krekt ien fan syn lytse mieltsjes iten en fielde him aardich goed.

‘Hark ris, jonges. Dy waaibeammen dêre -’ en hij wiisde nei de finne oare kant it stek oastlik fan it hûs - ‘moatte úttinne wurde. Der komt net genôch sinne trochhinne op it gers dêrûnder. Wêrom pakke jim twa keardels net de treksage om in pear fan dy knapen del te heljen.’

Kaes skode syn blauwe ingenieurspet nei achteren en stoarre nei

de ûnbidige waaibeammen. Free hold fan dy grutte beammen. Soms hearde er op de nachtwyn har nerveuze gerissel. De glêde blêden liken altyd helder, sinneljocht of moanneljocht.

‘Boppedat,’ gong Bart fierder, ‘in waaibeam brânt lekker yn in kachel.’

Kaes frege: ‘Hasto wolris waaibeamhout kapt, baas?’

‘Wat?’ Bart syn lippen hongen wietich iepen. ‘Fernim ik hjir reboeljemakkerij?’

‘Helendal net, baas.’

‘No dan?’

Kaes sei grimmitich: ‘We geane se te liif.’

‘Dat is goed foar de spieren fan dy jonge hjir. As ik mei him klear bin, is er de sterkste keardel hjir yn ’e omkriten.’

Free tocht: ‘No, betanke.’

‘Mar ik sil jo wat sizze, baas,’ sei Kaes. ‘Do kinst better persoanlik de beammen merkje dyst om ha wolst. Dy ferantwurdlikheid wol ik net.’

‘O, bêst,’ snaude Bart. ‘Ik moat eins nei de stêd, mar dat kin der grif noch wol ôf.’ Al drafkjend pakte er in bile en strûsde er de finne troch, dêr’t er de beammen dy’t er om ha woe, in merkteken joech.

Mei Kaes oan ’e iene ein en Free de oare, snijde de treksage earst aardich yn it waaibeamhout op. Mar sa’n seis tomme it hout yn waard it seagjen fûl wrotten. Beide begûnen se te switten. Free hie sterke skonken, en nei de earste pear slaggen learde er om bij it lûken earder dêrop hinne en wer te widzjen as om inkeld de earms te brûken.

Kaes lykwols, dy’t te koarte skonken hie foar syn stevich liif, en oan syn ein fan de sage almeast mei syn sterke earms wurke, begûn al gau te pûsten en te hymjen.

Op ’t lêst sei er: ‘Hâld even op, jong,’ en hij liet syn ein even los. Hij die in stap achterút om út te pûsten, sette de pet ôf en fage mei de mouwe syn gesicht ôf. ‘It mei dan mids septimber wêze, mar dat soest net leauwe ast sjochst hoe’t ik mij oan wetter swit.’ Free stie der ûntspand bij.

De sinne hie in gat fûn yn it blêdetek fan glêde griene blêden boppe Free en Kaes, en heinde har yn in skeane skacht gouden ljocht. In koel suchtsje wyn út it súdoasten roerde de beammen.

‘Ferdomd noch ta, jonge. Do likest net safolle, sa meager ast bist, mar do ferbaast mij.’ Free glimke. Nei in skoftke wie Kaes wer op azem kommen en joech er oan dat se fierder koenen. In healoare letter foel de grutte beam om. It ôfstrûpen fan de tûken en it yn stikken seagjen wie doe mar in kerwei fan neat.

Mar it kappen fan de blokken hout blik in ferskuorrend heikerwei

te wêzen. In waaibeam hie tizige nerven, want troch syn hichte krige de wyn in soad kâns om him te ferdraaien. It wie krekt as hie God de populier breide ynstee fan him groeie te litten. Je koenen yn in blok hout in begjin meitsje mei in spjalt, mar it wie in oar ferhaal om de stikken faninoar te skieden. Kaes en Free hienen in kear fjouwer kilen yn in blok opslein, sa stiif dat se dy der net útwrikke koenen. Se hienen sels lytsere stikken spjalten hout yn de barsten ophuft as koefoet, en koenen toch de stikken fan it blok net faninoar krije.

‘God noch ta,’ sei Kaes, ‘as we dy kilen der net yn sitten hienen, soe ik sizze, fuort mei dat blok en lit de baas mar alles yn ien stik opstoke yn syn ferdomde kachel.’

Se moasten úteinlik de takel derbij helje om it stik útinoar te skuorren. Om trije oere hinne besleat Kaes dat se foar dy deis genôch hout kapt hienen. ‘Jonge, helje de truck en sleep dit hout nei hûs. Ik begjin mei it wurk yn it bûthús.’ De baas hie in âld Model T-Ford omboud ta in handich lyts truckje. Hij hie de achterbank derút helle en dêr ynpleats in platte boaiem dellein. Dy brûkte er meastal om de molke ôf te leverjen.

Doe’t Free de âld Ford starte, kaam Dodie, it lytse famke, út ’e hûs oandraven. ‘Mei ik mei?’ Dodie hie in wyt jurkje oan en in wyt lint yn it hier.

‘Fansels. Spring der mar yn.’

Foar de grap en om har in ritsje oan te bieden, makke Free ferskillende achtbochten ûnder de hege beammen. Dodie siet nêst him as in lyts Mem Goes-prinseske. Se bleau sa foaryn sitten wylst er it hout ynlade. Doe’t de auto hast fol wie, begûn Free wat te pronkjen mei hoe tûk as er in blok hout boppe op de steapel smite koe.

Mar hij miste in kear en it blok rôle fan de bulte ôf en bedarre bij Dodie op skoat. Se lake, pakte it beet en kroep op de bulte om it te plak te setten.

‘Foarsichtich,’ sei er. En hy hie it noch net sein, of de bulte begûn oan har kant nei ûnderen te rûgeljen, en sij mei. Se kaam del mei de skonkjes útinoar, ien oan beide kanten fan de doar. Earst like se kjel; doe raasde se it út mei in omheechsjittende gjalp. Free krige har fluch op en naam har yn syn earms. ‘Dodie!’

Mei de hannen stiif op har naadsje raasde se mar troch. ‘Famke toch,’ sei Free begrutsjend.

‘Hjir mei dat bern!’

Free draaide him om. Dêr stie frou Westham.

‘Hjir mei dat bern!’ Har gesicht stie swart fan memmesoarch. Sels har blauwe eagen wienen swart. Free joech Dodie oan har oer. Dy raasde fûleindich troch, mei hege útsjitters. Dêr siet de suggestje yn dat

se ek oeral wie omdat se op in intym plak pine hie. Free stie der mei hingjende hannen bij, en wist net wat te dwaan.

‘Wat hast mei har útheefd?’ woe frou Westham witte.

‘Dodie woe mij helpe om de bulte hout op te steapeljen en doe rûgele de bulte oan har kant nei ûnderen en glied se tsjin de doar oan.’

‘Sil ’t wol.’ Frou Westham seach fan Free nei dêr’t Dodie har hannen hold. Se draaide Dodie har bleate billen de oare kant út. Har hege skriemen saksearre njonkelytsen, en waard in leech kjirmjen dat jo oandearde. Frou Westham frege opnij: ‘Wat hast mei har útheefd?’

Der klikte wat yn Free syn geast. Frou Westham tocht dat er it mei Dodie dien hie. Syn hart begûn him yn de earen te bûnzjen. Wat se tocht wie o sa ernstich. Wie syn mem dêr mar, dy soe him leauwe.

‘No?’

Free besleat om Dodie te fertrouwen. Dy hie him dy earste deis dy nuver stevige hân jûn. ‘Freegje har mar.’

Frou Westham seach him minachtsjend oan. ‘Mar it is noch mar in bern. Se begrypt net wat der mei har dien is.’

‘Dat se fallen is? Dêr gûlt se lûd genôch om.’

Frou Westham hold Dodie noch fierder bij him wei, as wie se bang dat er har noch skrutener meitsje koe om de wierheid te sizzen. ‘Dodie?’ It gûlen hold op.

‘Dodie, kinst mem ek fertelle wat der gebeurde is?’

Dodie sûgde op in tomme. ‘Ik bin fan de bulte fallen en ha mij sear dien.’

‘Is dat echt sa?’

‘Fwee hie mij meinommen yn ’e auto en no woe ik aardich wêze.’

‘O, goed dan. Dan is it wat oars.’ Se ûntspande wat, al seach se Free noch altyd grimmich oan. ‘Tenei, jongkeardel, wol ik datst har mij om permisje freegje litst om mei dij mei te gean. Ek Bart wol har bij sokke putsjes noait yn ’e auto meinimme.’ Se sette Dodie op ’e grûn en har hantsje pakkend trêde se stadich fuort. Dodie hie muoite mei it rinnen. Nei in stikmannich stappen krige se Dodie wer op en droech se har it hûs yn.

Doe’t Free wer op it hiem wie, moast er fluch wetterje achter de skuorre. Doe lade er neitinkend nêst de garaazje it hout út. Hij hold fan Dodie, dat se de wierheid ferteld hie. It famke hie likegoed in wyld ferhaal betinke kinnen. Mar hij besleat om tenei bij har út ’e buert te bliuwen. Om fjouwer oere gong er nei it bûthûs om Kaes te helpen bij it fuorjen. Kaes hie net sjoen wat der mei Dodie foarfallen wie. Mar hij seach wat mis bij Free syn overal.

‘Hast fergunning om hotdogs te ferkeapjen?’

‘Wat?’

‘Dyn winkeltsje stiet iepen.’

Free seach nei ûnderen. ‘O.’ Hij krige in kleur en knope mei dôve fingers de gulp ticht.

De freedts dêrnei siet Free om healwei trijen yn de stúdzjeseal te learen, doe’t er rektor Hedges sizzen hearde tsjin Ralph: ‘It reint dat it east dêre.’

‘Ja. Dêr fierderop komt it wetter yn de beek al opsetten.’ De twa leararen stienen bij de hege ruten achter Free. ‘Miskien moatte we de skoalle betiid útgean litte.’

‘Jo witte dat it bêst.’

It reinde mei giseljende stjalden. De wettergoaden hienen dêrboppe ferskuorrend wille. Doe’t de skoalle útgong, reinde it noch fûl. Free loek de skuon út en stoppe se mei de boeken ûnder syn learen jas. Doe draafde er op bleate fuotten it hele ein nei hûs, troch de stêd en it stikje oer de grutte dyk nei de Westhams ta.

Bart hold de doar foar Free iepen, doe’t er de stoepe ynstampde. Hij seach syn bleate fuotten en like dêr wol oer te meien. ‘Prima, jonge.’

Free ferstrûpte him yn syn wurkklean. Krekt doe’t er nei bûten stappe soe it reinwetter yn, oerhandige syn baas him in giele oaljejas.

‘We wolle dij net kjeld skypje litte.’

‘O, betanke.’ Free strûpte dy fluch oan. Bart seach nei syn bleate fuotten.

‘Noch altyd op bleate fuotten?’

‘Ik ha gjin rubberlearzens.’

‘Hmm. Dyn fuotten binne grif te grut foar myn ekstra stel. No, Kaes sil der daalk wol wêze.’

Under melken klettere it reinwetter de hele tiid op it skuorretek, ûnophâldlik, ûnbarmhartich. Tusken twa kij yn kipe Bart even troch ien fan de rútsjes mei spinreach derfoar. ‘Jezus noch ta, it kin mar better gau ophâlde, of it giet hjir finaal mis.’

Kaes knikte tsjin syn ko. ‘Dy wolk sit op ien of oare manier fêst en kin net fierder.’

‘Hij hat twa dagen lang besocht om te reinen en koe dat net. En no ynienen hat er besletten dat er dat wol kin, en jout er ús in wolkbreuk.’

Free fljide de noas tsjin syn swart-wite ko. Syn wiete fuotten wienen al hast droech. It wie lekker smûk yn it bûthús.

‘Al dat wetter kin allinne mar troch ús beekje hjir achter de skuorre.’

‘Dat sil der dan om spanne,’ foel Kaes him bij.

It reinde noch altyd dat it easde doe’t se oan tafel gongen. ‘Der komme wat wiete plakken yn it plafond fan de flierring,’ murk frou Westham op.

Bart fette dat persoanlik op. Syn beweechlike lippen pûlen nei foaren. ‘Dat reinwetter is helendal gjin ferlet fan, wat mij oanbelanget. De ûndergrûn wie om te begjinnen al kletstrochwiet.’

‘Ik ha der wat pannen delset,’ sei syn frou.

Bart seach Free oer it sop hinne oan. ‘No jonge, it is mar goed dat we fan ’e jûn gjin molke hoege te leverjen.’ Free knikte, en foar it earst fielde it hûs ek smûk oan.

De wekker rûn om healwei fiven ôf. It wie dy nachts opholden fan reinen. Se klaaiden har oan en gongen mei lantearnen nei it bûthús. Boppe har skynden de stjerren. Doe’t Free it bûthús yngean soe, seach er stipkes wjerkeatst lâns de ein fan de skuorre.

‘Sjoch.’

De baas en Kaes holden de lantearnen omheech. Der stroomde wetter lâns de ein fan de skuorre. En doe hearden se wat. Fierderop klonk der in leech rûzjen fan sljurskjend wetter.

Bart syn mûlshoeken tearden nei ûnderen. ‘Dêr geane myn stekken.’

Under melken waard it lûd fan wetter dat oer de lege finne stroomde en brûsde hieltyd lûder. Se koenen dat boppe it lûd fan har melken hearre. Doe’t se ûnder har lêste ko weikamen, seach Kaes dat der, troch de iepen ein fan de groeppe, wetter it bûthús ynkaam. Alle trije stapten se nei bûten om te sjen. Skachten giel-blau sinneljocht foelen op har eagen.

‘Wat ha ’k jim sein,’ sei Bart. ‘Beide stekken finaal ûnder wetter.’

In pear hûndert meter fier, oan wat maisstâlen ta yn in stik lân, stie alles ûnder it swarte wetter. Woeste v’en wetter brûzen troch de midden fan de floed. It wetter oan har kant skomme tsjin de klippen fan de skuorre.

‘De kij kinne hjoed net nei bûten.’

‘Leau ’k ek.’

Free en de baas kamen werom fan de molkrit. Tsjin dy tiid wie it wetter wat sakke. De tichtsbijsteande peallen yn beide stekken fan de finne kamen njonkelytsen wer boppe. Se wienen allegear troch de kracht fan it wetter nei it westen bûgd, en stienen net mear kreas yn in rige. It liken krekt twa legerienheden dy’t stadichoan achterút wieken foar de oanfal fan in machtige fjân. Guon fan de stikelriedden wienen sprongen en leinen oprôle en yn ’e tiis, as ûngelokkige mynwjirmen dy’t hommels yn it deiljocht smiten wienen. It stik fan it stek mei gaas siet grôtfol oanspielsel: hea, planten, tûkjes, deade beesten.

Nei iten dy middeis gongen se alle trije nei bûten om nochris te sjen. It wetter sakke no fluch. Beide stekken, platbûgd, stienen no boppe wetter.

‘We moatte dy stekken hjoed noch oereinsette,’ sei Bart.

‘Wat?’ rôp Kaes. ‘Yn al dat wetter?’

‘We moatte der gebrûk fan meitsje dat dy jonge der hjoed noch is. Moarn is ’t snein. En moandei moat er wer nei skoalle.’

‘Mar yn dat wetter arbeidzje is ferskuorrende kâld, baas. Ik ha gjin ljisklearzens. Boppedat, we komme ûnder de skrammen te sitten mei al dat stikeltrie dat dêr ûnder wetter omtizet.’

‘Dat is dan net oars. Ik freegje jim lykwols toch om it te dwaan.’

‘Wat? Ik ek op bleate fuotten?’

‘Dyn fel sil net sa bot leuke as in lears.’ Kaes syn hals en nekke swolden op.

Bart klapte yn ’e hannen. ‘Oan ’e gong, jim beiden. Ik soargje wol foar gleone kofje. Graach of net.’

Kaes en Free skuorden earst it oanspielsel út it gaas. It wie in lestich putsje mei in foarke en fiis wurk mei de hannen. It slimste wie it fuortheljen fan deade bargaen en hinnen dy’t yn de triedden fêstsieten. Dêrnei griepen se tegearre ien foar ien de izeren stekpeallen beet en setten se dy rjochtop. Se beweeegden stadich troch de hieltyd bewegende waaier fan wetter. Dat kaam har wol oan boppe de knibbels ta en wie sa stienkâld, dat har fuotten al gau oanfielden as blokken iis. It gefoel fan de modder dy’t har tusken de kâlde teannen troch kniep, wie as wienen se wer babys. Skynbonken stieken as wienen se fan izer wurden. De noas waard har beiden blau.

It noch deadliker wurk betref dat ferdomde stikelried. Dat siet alle kanten út yn ’e tiis. Se moasten mei de teannen yn it modderige brune wetter omtaaste foar in feilich plak om te stean. Se koenen yn ’t wetter gjin wanten drage en moasten dat stikelige spul mei de bleate hân beetkrije. Dat naam tiid. Har dôve hannen waarden al gau ek lomp ark. De hânpalmen kamen ûnder de plakken te sitten. Om trije oere kaam Bart nei bûten mei wat waarms.

‘Ik hearde yn ’e stêd wat ûngelofeliks,’ sa ferkundige er. ‘It heech wetter hat dat hele nije miljoeneprojekt dêre meisleapt, jim witte wol, oan de oare kant fan Sioux Center.’

Kaes sei bij in mûlfol bôle mei tsiis lâns: ‘Baas, ik kin leau ’k net oaral wêze fan dat nijs.’

‘Ek net as ik dij fertelle soe dat Pete Barrow en syn jonkje dêryn ferdronken binne?’

‘Nee toch.’

‘Jawis. Hij ried krekt oer dat lege plak dêre, doe’t der in muorre fan wetter oansetten kaam en syn âld Fordsje ynhelle. De motor sloech ôf. De jonges yn it benzinestasjon oan de oare kant op ’e hoeke seagen hoe’t er syn jonge op it dak fan ’e auto hyste en der doe sels ek op klom.

Mar al gau kaam it wetter ek dêr oan ta. Dy jonges fan it benzinestasjon koenen neat dwaan. Se hienen gjin boat. Al gau seagen se hoe't Pete syn jonkje mei syn galgen op 'e rêch bûn en nei de kant besocht te swimmen. Se seagen twa hollen op it wetter dynjen en doe út it sicht ferdwinen.'

Free tocht wer oan hoe't bij him thús Tina Hoffman yn de Little Rock ferdronken wie. Dat wie ek nei in wolkbreuk.

Bart skodde syn losse lippen. 'Skriklik. Pete wie in bêste fint. Betelle syn rekkens op 'e tiid. Gong geregeld nei tsjerke. It binne altyd de bêsten dy't der it earst oangean, witt' jim.'

Kaes snúfde. Syn noas siet fol. 'Ik freegje mij ôf wat se oer Free en mijsels sizze sille, as we fan longûntstekking deageane.'

'Ferdomd, Kaes. Ik kin mei myn minne búk sels dat wetter net yngean.'

'Dat hie wachtsje kinnen.'

'Dat ha 'k net oan tiid, Kaes. Oer in jier lis ik seis foet ûnder de seadden. En ik kin myn frou net oan hjir ta yn de skulden achterlitte.' Bart hold de hân op de hichte fan syn noas. 'Wa sil Dodie te iten jaan as ik foar de lêste kear de klean oer de stoel hingje?'

Kaes wiisde op in knyptange dy't er op it stek hingje litten hie. 'Free, wolst dy even oerjaan? Lit ús sjen oft we dit foar melken ôfkrije kinne.'

'As jimme oan fiif oere ta trochwurkje, dan kin ik wol op ien of oare manier de kij allinne fuorje.'

'Ofpraat,' sei Kaes. Tsjin fiven wienen se klear. Doe't se werom nei hûs rûnen, sokkeballen se as wienen se mei in klompfoet te wrâld kommen. Har bonken yn de billen fielden oan as stêven kâld izer. Free koe net sizze oft it spul tusken syn teannen modder of kowestront wie.

Free gong nei hûs foar de krystfakânsje. Hij wie mei syn broerkes op 'e heasolder oarlochje oan it boartsjen mei maiskolven, doe't syn heit syn gesicht yn it healûk ferskynde. Hij wie krekt heech genôch op de ljedder klommen om har sjen te kinnen.

'Hee, Free.'

'Ja?' Free hong yn de naal oan de heatakelrail. Sjend hoe't er op 'e kop boppe him hong oan allinne in earm en in skonk, moast Alfred glimkje. 'Hee, do smoarge aap.' Hij skodholle in bytsje bewûnderjend. 'Harkje even, ik moat nei de stêd om dokter Fairlamb te heljen. Wolst even in eachje yn 't seil hâlde?'

'Jawis wol, heit.'

It wie safier mei syn mem. Free liet los en foel sa'n trije meter nei ûnderen op it hea. 'Moat ik yn 'e keuken sitte en dêr oppasse?'

‘No, dat soe kinne. Mar gean net har keamer yn, as se dij net ropt.’

‘Doch ik net.’ Alfred hie dokter Fairlamb in healoare letter al ophelle.

Doe’t Alfred en Fairlamb troch de keuken rûnen, seach de dokter Free even mei in bryk glimke oan. ‘It liket derop dat jim mem krekt op tiid is om jim allegear in krystpresintsje te jaan.’

‘Meitsje der in famke fan, dokter, graach,’ sei Free. ‘Om mem.’

‘Ik sil myn bêst dwaan.’

Alfred glimke ek wat bryk nei Free. ‘Na, kinst no mar better nei de skuorre gean en mei dyn broerkes boartsje.’

Fjouwer oeren letter rôp Alfred de bern yn ’e hûs. Hij hie in brede laits op it gesicht. Helendal oan syn earlechtsjes ta. ‘Kom mar, bern.’

Free wie de earste dy’t syn mem sjen mocht. Dy lei, ta syn ferrassing, mei in rôze kleur op it kjessen. Se glimke.

Dokter Fairlamb wie yn ’e hoeke wat oan it omgriemen mei poarperen fleis yn in nachtpot. Even letter naam er dy mei nei bûten ta yn de stoepe. Der hong in nuvere lucht fan klearebare urine yn de sliepkeamer. Dat moast fan de baby wêze.

‘Jonge,’ sei Ada. ‘Do hast der wer in broerke bij.’ Se suchte. ‘Ja, om ien of oare reden hat de Heare dit hûs alwer net mei in dochter segene.’ Se suchte in twadde kear, djip út har ûnderliif wei. ‘Hij moat dêr in reden foar hawwe.’ Der lei in read gesichtsje yn de bocht fan har earm. Dat sliepte sa djip dat it yn tearen loek. ‘Mar is er net prachtich?’ sei se.

Free tocht oan de ferskeidene kearen dat er de kij en bargaen holpen hie om jongen te krijen. ‘Is alles goed mei him?’

‘In wolk fan in bern, sa’t se sizze.’

‘Hoe neame jim him?’

Ada flijde de gouden holle smûk djip yn it kessen. ‘Ik tink dat we him Sherman neame sille.’

‘Dat sil omke Sherm moai fine.’

‘Ja. En lit ús hoopje dat dizze lytse Sherman it bêste yn him hat fan beppe har twa Shermans.’

Free stoarre nei syn nij broerke. Hij prebearre syn lyts ronfelich gearballe breintsje foar him te krijen en wat dat waarnaam. As syn mem it al oan it boarst hân hie, dan soe syn foarstelling fan de wrâld wierskynlik in sachte reade rûne heuvel wêze mei in dripke snie der boppe-op.

Jonathan rôp út ’e keuken wei: ‘Mem, meie wij him ek sjen?’ Ada lake as ien dy’t pine yn ’e side hie. ‘Fansels wol, jonges. Jimme binne allegear myn skatten.’ Se begûn har hieltyd better te fielen.

It wie trijeëntweintich desimber, twa dagen foar krysttiid. Lytse Sherman wie in echt moai krystkado. Free hold fuort fan de rôze ronfelige baby. En hij hold fan lytse Sherman nettsjinsteande dat syn

komst de oarsaak wie dat er dy baan bij Bart Westham oannimme moatten hie. Dat hie it net útsprutsene west dy augustusdeis, doe't syn heit en mem him yn 'e keuken roppen hienen om him te freegjen oft er echt op skoalle bliuwe woe. Der like altyd in oare reden te lizzen achter de wenstige reden dy't se joegen.

De wenstige wike fan fûle froast kaam ein jannewaris. Op in moarn wie it 32 ûnder nul, doe't Free en Bart úteinsetten om de molke yn 'e stêd út te suteljen. De baas siet achter it foarrút en hie in waarme motor ûnder syn fuotten om him te beskermjen tsjin de noardoastlike poalwyn. Mar Free moast op de treeplanke stean wylst se fan hûs nei hûs rieden, him mei ien hân fêsthâldend wylst er mei de oare de flessehâlder fan izertrie mei seis flessen farske molke folle, en him klearmakke om dy bij de folgjende klant ôf te leverjen. De baas wie altyd gleonhastich en woe dat Free dravend fan de planke sprong, noch foardat de truck stil stie. Free hie gjin beswier tsjin draven, want sa bleau er wat waarm, mar syn grize breiden iismûtse kaam net helendal oer syn earen en syn noas hie al helendal gjin beskerming. Der wienen net genôch hannen om syn earen en noas tagelyk te beskermjen. Syn earleltsjes en noas priken even, en waarden doe dôf. Ienkear seach er dat de baas him skerp oanseach.

Al gau begûnen de molkflessen yn de truck te befriezen. Rjemme dy't nei boppen kommen wie yn 'e flessen, en in stive gouden prop foarme, begûn as de kop fan in iishoarn omheech te kommen. Bart seach hieltyd wer nei syn befriezende lading. 'Flugger, jonge. Trochgean. Beferzen molke ferkeapet net.'

Doe't Free mei ien flesse nei de doar draafde fan de Brunsteins, seach Carrie him tafallich oankommen, wylst se foar it keukensrút stie. Wat syn eardere hospita seach, makke har kjel en se draafde nei de doar om dy iepen te dwaan.

'Free, hij is beferzen.'

Free tocht dat se de flesse molke bedoelde. Hij knikte. Seach doe dat se nei syn noas seach. Hij taaste stom nei syn gesicht. Hij koe it troch syn learen want fiele. Syn noas wie hurd. Hij fielde oan as de punt fan in bankhammer.

'Do komst opslach yn 'e hûs om op te waarmjen, begrepen?'

'Kin net. De baas.'

'Dy man! Iderien ken him. Wreed. Do komst no fuort yn 'e hûs.'

'Kin net.' Sa't se har gesin iten joech, wie neffens Free in gefal fan de pot en de tsjettel. Se wie sa oerémis, dat se derfan pûste. Har wite wangen wienen gewoan read oanrûn.

'No dan, wachtsje hjir even.' Se strûsde nei har sliepkeamer. Bart toetere nei Free om op te sjitten.

Carrie kaam werom mei in blauwe flanelen sjaal. Har ljochtblauwe eagen skeaten iispylken nei Bart yn syn truck dêrbûten. ‘Hjir. Wuolje dit dan teminsten om dyn gesicht. Sa, draai him twa kear om dyn gesicht hinne en dan knoopje ik him oan ’e achterkant fêst.’

Free liet himsels oan syn eagen ta bewuolje. It waarme flanel fiede fuort noflik oer syn wangen.

‘Sa dan. Dat helpt dyn noas wat.’ Doe, de kâlde lucht tsjin har meagere skonken fielend, die se, ferûntskuldigjend sjend, de doar foar syn noas ticht. Free haaste him werom nei de truck, en sprong op de treeplanke. Bart seach grimmitich nei de blauwe sjaal en snúfde. ‘Dy opdroege âld hin, har noas yn myn saken te stekken.’

Se wienen tsien minuten earder klear. Free holp Bart de lege flessen nei binnen te sjouwen. Tsjin de tiid dat er yn syn keamer wie en Carrie har blauwe sjaal ôfdie, wie syn noas ûntteid. Dy wie sa read as in radys. En die sear. Hij moast op ’e toskten bite om it út te hâlden.

Free ❀ 11

It slagge Free om syn sifers aardich op peil te hâlden. Mar hij begûn sa meager te wurden, dat syn learaar Ralph him soargen makke. En doe’t dy fan syn buorfrou Carrie Brunstein it ferhaal hearde fan syn beferzen noas en earen, stie him dat alheel net oan. Hij skreau in brief nei Free syn âlden. Alfred ried daalk nei Hello. Hij prate mei Free; doe mei Bart Westham; doe mei Ralph.

‘Jim jonge wurdt dêr mishandele, Alfredson,’ sei Ralph. ‘Helje him dêrwei, of God mei witte wat der gebeurt.’

Alfred wie gau klear mei syn beslút. Hij mocht Bart Westham toch al net lije. En it molkjild wie njonkelytsen ek mear wurden. Doe’t er hearde dat Carrie Brunstein Free graach wer werom ha woe as kostgonger, ried er werom nei it hiem fan Westham en rôp er Bart nei bûten.

‘Ja?’

‘Ik helje dy jonge bij dij wei.’

‘Do hast twa wike opsisttermyn. Dat ik teminsten ferfangning foar him fine kin.’

‘Ik nim him no fuort mei.’

‘Dan sleep ik dij foar de rjochter.’

‘Doch dat, en dan doch ik dat ek, omdatst ús jonge syn noas befrieze litten hast, wylst er foar dij de molke ôfleverere.’

‘O ... ferdomme, goed dan. Ik bin toch gau dea.’

Alfred holp Free om syn spullen te heljen.

Free syn twadde ferbliuw yn Carrie har hûs bliek fantastys te wêzen. Carrie wie noch altyd strang as it derop oankaam hoefolle har man ite mocht, en ek op harsels. Mar as it om Free gong en har bleke lytse Sylvester mei syn sitroenkleurige skeinspruten, wie se dat net. Dy krigen iten bij de rûs. Se skepte foar har in twadde en tredde kear op, oant it har ta de earen útkaam.

Henry beseach dy hommelse goederjouskens fan syn frou mei in heimlik glimke.

Free wie no fyftjin en guon fan de âldere jonges yn syn klasse mochten him no wol lije. De reden dêrfoar wie de manier wêrop't er Sam Ruffman oanpakt hie. In kear om tolve oere hinne, bij in potsje basketbal yn de gymseal, hie Free iderien ferrast troch twa kear Sam syn gedribbel te ûnderbrekken en him de bal ôf te pakken. Sam fûn fan himsels dat er geweldig dribbelje koe. En hij mocht dêr graach mei pronkje as in sekere Mabel James derbij wie. Mabel joech gjin sprút om Sam. Yn pleats dêrfan mocht se graach oer Free. Sam wie in sterke keardel fan seis foet, mei swiere kûten en mânske ôfhingjende skouders. Utsein syn wat kromme skonken en lege foarholle, wie it in kreaze ferskinning. Free wie hast like lang, mar wie foaral in lange samling bonken.

Sam wie sa lik dat er te kyk set wie, dat er Free letter, doe't se mei har allen ûnder de dûs stienen, in klap op syn kaak joech. Free stie tafallich yn 'e fierste hoeke fan de moarmeren dûskabine. It wie krekt as krige er oan trije kanten fan syn holle in oplawibus. Hij foel oer de betonnen flier. Eefkes wie er him der mar skimerich fan bewust dat Sam as in triomfantlike bolle boppe him stie, en doe dat Sam, ynienen kjel fan wat er útheefd hie, him omdraaid hie en him dêr lizze litten hie.

It út de dûskop sproeiende wetter holp him wer ta syn sûpe en stút. It makke him ek fuortynienen razend. Hij spatte oerein, en skeat langliddich de kabine út achter Sam oan, razend 'Do ferdomde leffert!' Sam stie mei in beskamme glim op syn gesicht bij syn kleankastke. Mar doe't Free achter him oan kaam mei syn ratteljende skriele bonken, naaide er út. Hij doek de gong yn, razend 'Mar Free, ik bin noch net oanklaaid!' Free bleau achter him oandraven en Sam draafde ek troch. Ta konsternaasje fan de famkes dy't oan de sydkant fan de gymseal stienen, mei ek Mabel James derbij, stoden se beide poerneaken om it basketbalfjild hinne, mei op en del wippende pimels, de iene lilke bolle dy't de oare mei in reade kop achternei siet.

Sam ferskûle him úteinlik yn 'e jongeskeamer, dêr't er himsels yn in toilet opsleat. Der waard oeral ôfgrysluk om lake. De jonges yn 't bysûnder wienen slop, doe't Sam smeke dat ien him asjeblyft yn godsnamme teminsten syn ûnderklean brocht. Free liet Sam in skoftke

yn syn tichte toilet sitte te roppen. Letter, wat bedarjend en de humor fan it geheel ynsjend, joech er ta en liet er Sam der einlings út.

Foaral Tony Streetman en Johnny Ralph wienen der o sa mei op 't skik om Sam fernedere te sjen, en sij noegen Free nei iten út om wat mei har yn 'e stêd om te strunen foar de ferdivedaasje. Johnny wie de jongere broer fan learaar Ralph. Mei har trijen sneupten se in leechsteand hûs troch, dêr't fan grute waard dat Del en Jo en Flop en Nellie dêr elke jûn neukten. Se ûndersochten in seker rût boppe, dêr't it gerdyn noait fan iepenlutsen waard en dêr't je om tsien oere in widdo harsels útklaaien sjen koenen.

De jonges beëinigen almeast har streuptocht yn it kafee fan Jansen. Tony en John kochten om beurten wat lekkers foar elkoar - in reep of in molkemoutdrankje - en Free krige ek altyd wat. Free hie gjin bûsjild. Hij besefte dat er syn nije maten kwytreitsje soe as er har net gau ris traktearde.

Op in dei hearde er fan twa oare jonges, Arthur Cage en Bert Whiffler, dat it maklik wie om Eskimotaartsjes út in frieskiste foar ijsko's te stellen dy't Jansen achter syn kafee stean hie. Free gong in pear kear mei Art en Bert mei en stie op wacht om der foar te soargjen dat Jansen der net oankaam, wylst sij de steech ynsloepen en de frieskiste bestielen. De bêste tiid dêrfoar wie as Jansen út de keuken achterny komme moast om foaryn in bestelling op te nimmen. Achternei draafden se yn it tsjuster nei it skoalterrein, ûnder bij deselde brânbuis wêryn't Art Cruellen it mei Angie dien hie, en deelden har roofguod, twa Eskimotaartsjes elk.

It wie yn sekere sin in aardichheidsje om út in frieskiste bûtendoar te stellen en dan net snapt te wurden. Dat ferskilde net safolle fan it pikken fan rezinen út mem har kelder, of it jatten fan in wettermeloen út it túntsje fan Sam Young. It hie wol wat fan Indiaanse krigers dy't in oar Indiaans doarp oerfoelen foar har hynders. Toch fiede Free him der skuldich oer.

Op in jûn fregen Tony en John him net om mei te gean. Free wist daalk wêrom. It wie net sa aardich dat er har op syn beurt noait traktearde. No, spitich dan. Mar hij ferpofte it om har te fertellen hoe earm as syn heit en mem wienen.

Allinne oer de strjitten rinnend frege Free him ôf, oft er net in pear repen stelle moast om dan syn freonen Tony en Johnny op te sykjen en se te traktearen. Art en Bert skepten soms op dat sij yn it kafee fan Jansen ek wol repen stellen hienen, rjocht ûnder syn noas wei. En as je dêroer neitochten, witt' je, dan wie der net iens safolle ferskil tusken achter it kafee in Eskimotaartsje jatte en foaryn in reep. Beide wienen it útdagingen. En it soe foar in goede saak wêze. Hij woe aardich foar syn

maten wêze. Hij hie op de Western Academy oant doe in einzelgänger west. Sûnt de dagen fan Larry Grey op Rock Skoalle nr 4 hie er gjin maten hân om geheimen mei te delen. Hij hie noch gjinien ferteld hoe hearlik er tafallich yn 'e sûs rekke wie mei Fredrika op har hiemtouter. Of oer de kearen dat er fûstke hie mei syn tredde skonk, as er poer allinne wie.

Jansen lies de Sioux City Journal en hie dy meastal foar it gripen, sadat syn klanten him bij de kofje lêze koenen. Free frege Jansen soms oft hij him ek lêze mocht. Hij woe de Cubs folgje, sei er, om te sjen hoe't se't der ôfbrochten bij de maitydstraining. Fan Jansen mocht dat wol.

De jonges mochten wol oer Jansen. It wie in blonde keardel, mei griizjend hier, ûngefear fjirtich, wat rûngear, evenredich, mei in mylde ferdraachsumens foar elk ferhaal, fatsoenlik of smoarch. Hij traktearde in hongerige learling soms op in moutmolke. Free hie al ferskillende kearen mei oaren in reep fan him krigen. Jansen hold syn saak o sa netsjes en stie derom bekend dat er goed nammen en prizen ûnthâlde koe. Free betocht lang om let in plan om dy pear repen te stellen, nee lienen, dy't er letter werombetelje soe as er it jild hie.

Jansen hie de repen meastal yn in glêzen fitrine oan de linkerkant as je it kafee ynkamen. De skúf oan de achterkant dêrfan stie meastal iepen. Free keas in nûmer fan de krante út dat noch aardich nij en stiif wie. Earst sprate er de sportpagina's oer de repefitrine út, om mar in plakje te hawwen om dêrop te hingjen, en bearde er dat er dy siden lies. Jonge keardels hongen altyd oeral op of tsjinoan. Al gau, as hie er syn nocht fan dy hâlding, liet er de krante tsjin de linkerkant rêste, troch him mei de rjochterhân stiif omheech te hâlden oan de rjochterkant. It ferbaasde him net te ûntdekken dat syn gesicht en syn linkerhân folslein ûnsichtber wienen foar Jansen achtern of wa dan ek yn it kafee. Der wis fan dat er it perfekt regele hie, rikte er mei de linkerhân oer de râne fan de fitrine en keas twa O'Henryrepen út dy't er yn'e bûse stiek. Hij bearde noch in pear minuten dat er yn it sportkatern ferdjippe wie en doe, blykber klear, tearde er de krante op en lei dy bij de kassa op de toanbank, dêr't Jansen him meastal te lizzen hie. En rûn nei bûten.

Ut 'e skroeven en tagelyk stomferbaasd oer syn eigen lef, en triljend, begûn er syn maten Tony en Johnny te sykjen. Jonge Indiaanse krigers moasten itselde gefoel hân hawwe nei it fijannige kamp binnenslûpt te wêzen en in sliepend doarpshaad te snoad ôf west te hawwen of in haadman syn favorite oarlochspionny stellen te hawwen. Hij fûn Tony en Johnny yn it leechsteande hûs dêr't Del en Flop it drok hienen mei it poetsen fan har roeden mei Jo en Nellie.

'Hee, ik ha oeral om jim socht,' sei er.

‘Hee.’

‘Sis, is it net myn beurt om te traktearen?’

‘Nee, net echt.’

‘Ja, toch wol. Hjir.’ Free joech elk in O’Henry.

‘Tankewol.’ Se skuorden it papier fan ien ein ôf en bieten der in stik ôf. ‘Wêr is dinent?’

‘Dy ha ’k al op.’

Tony en Johnny seagen him wat temûk oan, mar seinen neat. It slagge Free om har noch twa kear te traktearen. En sij traktearden him op har beurt ek wer. Hij fielde dat er wer bij har yn ’e geunst stie.

Op in tongersdeitejûn, nei de bijienkomst fan de Jongereinklup, gongen Tony en Johnny fuort, wylst Free nei it kafee fan Jansen swalke. Sa’n tsien jonge keardels fan syn tsjerke sieten oan de toanbank moutmolke te drinken. Se sieten wat te gekjeien en Jansen te pleagjen, en prebearren elkoar it sterkste ferhaal ôf te winnen.

Free sei ‘hoi’ en even letter socht er de stiifste Journal dy’t dêr lei út. It blik dat sels de nijst útsjende krante frijwat slop wie. It soe lestich wêze om dy oan ien kant omheechstean te litten. Hij stie op it punt om de Journal oer de reperfitrine út te sprieden, doe’t er ferheard wie om te sjen dat dêr in nij reklameboerd boppe-op stie. Hij stoarre dêr even nei. Der stie in jonge op mei roazige wangen dy’t út in bakje iis stie te iten fan de Hello Creamery. Dat iis wie it bêste yn dy buert, hast goudkleurich fan de rjemme. Nei wat wifkjen, besleat er wat oerbleau fan de boppekant fan de fitrine te brûken foar wat him te dwaan stie. Hij tearde in hoeke fan de sportpagina om en heakke dy oer de boppekant fan it boerd. Dat wurke. It boerd holp it sloppe papier oan dy kant omheech te hâlden. Hij stoarre nei it papier, en beweegde de eagen hinne en wer, as stie er fûl oer de foarútsichten fan de Cubs foar it kommende jier te lêzen, wylst er mei syn linkerhân om de kant fan de reperfitrine hinne taaste, dy deryn stiek en twa O’Henryrepen liende, en se yn de tichtstbije bûse fan syn learen jas glide liet.

‘Wat dochst dêre?’

Free syn linkerhân ferstienne. Ynstinktyf, as in bern dat betrape wie, sei er ‘niks.’ Doe woe er dat er dat net sein hie. Hij wie gewoan betrape. Jansen stie oan de oare kant fan de reperfitrine en stoarre nei de bûse dêr’t er de repen yn glide litten hie. ‘Wat diest dêr niiskrekt?’

In senuwachtige stilte fersprate him troch it kafee. Jansen stoarre noch hieltyd nei syn bûse. Syn blauwe eagen waarden stadich tryst. Free besleat te bearen dat er de repen keapje woe. Hij tearde de krante op en naam him mei nei de kassa. Hij loek de twa repen út ’e bûse en lei se op it rubbermatsje om se te beteljen. Doe begûn er yn syn bûsen om jild te sykjen. Syn fingers waarden damp.

Jansen rûn him achternei en gong achter de kassa stean. Hij seach even hoe't Free syn bûsen trochsocht. Doe sei er: 'Do hast it jild net, hè?'

Free fiede de eagen fan it jongfolk op syn linkerwang brânen. Hij wie ferbaasd om himsels, syn eigen stim, heel wis sizzen te hearren: 'Nee, ik sjoch dat ik it net haw.'

Jansen stoarre him oan. Nei wat neitinken, en in flechtige blik nei al dy stoarjende eagen, sei er: 'Goed, yn dat gefal kinne we dy repen better weromlizzze.' Hij krige se op en rûn nei de oare toanbank, dêr't er se wer yn de fitrine dellei.

Free luts de skouders op. 'Goed.'

De jonges oan de toanbank begûnen wer te gekjeien. Wylst Jansen weromrûn bij Free lâns, yn 'e rjochting fan de achterkant fan it kafee, flústere er sacht en fluch: 'Gean nei bûten en dan praat ik mei dij achter it kafee.'

'Goed.'

'Doch dat. No.' Doe pandere er nei de keuken.

Free hong noch even wat om. Hij tocht: 'Wat sil mem sizze? Slimmer noch: wat sil heit dwaan? En wer slimmer: wat sille al myn neven bij har thús sizze?'

Doe gong er nei bûten, nei de achterkant. Hij moast bij deselde frieskiste lâns dêr't Arthur Cage en Bert Whiffler har Eskimotaartsjes út pikt hienen. Jansen liet him der troch de achterdoar yn. Hij soarge derfoar dat er Free nei de fierste hoeke fan de keuken meinaam, út it sicht fan de jonges foare. Jansen seach him rjocht oan, en lei doe beide hannen op syn skouders. 'Hoefolle repen hast no presys oant no ta út dy fitrine helle?'

Free wist dat presys. Seis.

'Do witst dat ik de plysje helje kin en dij opslute litte kin, hè?'

'Ja.'

'No, en?'

'Seis.'

'Bist dêr wis fan?'

'Ja.'

'Wêrom diest dat?'

Free skamme him om Jansen te fertellen dat syn folk him gjin bûsjild jaan koe. 'Ik ha dy seis net sels opiten, witt' je.'

Dat koe Jansen amper leauwe.

'Ja. Ik ha se weijûn. Oan myn maten.' Jansen stoarre him oan.

'Witt' jo, myn twa maten, Tony en Johnny, dy trakteare mij altyd. Mar ik koe dat op myn beurt net dwaan. Ik wie se ienkear hast kwyt as maten, oant ik dy seis pakt ha en oan har jûn ha.'

‘God noch ta.’ Jansen syn eagen waarden grut en blau. Free krige it gefoel dat dat allegear mei in oar gebeurde. Wylst de echte Free, Alfred Alfredson VII, syn lichem ferlitten hie en yn de loft dêrboppe sweefde, sa’n trije meter boppe de grûn. ‘Ik wol jo graach dy seis betelje. Op ien of oare manier wie dat myn bedoeling in kear. En dat hie ’k ek wol dien. As ik it jild hie.’

Jansen stie op syn lippe te biten. ‘No, goed dan. Ik sil dij foar dy repen wurkje litte. Do komst moarn nei skoalle hjir en dan jou ik dij wol wat om te dwaan. Seis kear fiif is tritich sint. Ik jou dij fyftjin sint yn ’e oere.’

‘Mar moarn kin dat net. Moarn is it freed en dan draaf ik fuort nei skoaltiid nei hûs ta foar it wykein.’

‘Drave? Nei hûs ta?’

‘Ja. Dat ha ik ferline jier hast altyd dien. Sân myl hinne en sân werom.’ Hij stie himsels in glimke ta. Mar it wie mar in suterich glimke fan grutskens. ‘Ik moast wol. Dat wie de iennige manier om nei skoalle gean te kinnen. Heit sei dat it dat wie of neat.’

‘Dat wist ik net.’ Mei tomme en wiisfinger loek Jansen oan syn ûnderlippe, en tearde dy neitinkend dûbel. ‘Miskien bin ik wol te hurd foar dij.’

‘Nee, nee. Feitlik soe ik mear as foar tritich sint foar jo wurkje moatte.’

‘Do bedoelst, datst mear as seis repen meinommen hast?’

‘Nee, nee. Ik bedoel, ik moat ek wat straft wurde foar dat ik se fan jo liend haw sûnder jo tastimming.’

‘O.’

‘Ik wol dûbel foar jo wurkje. Mar asjeblyft, yn godsnamme, sis it net tsjin heit en mem.’

Jansen kniep sa fûl yn syn ûnderlippe, dat dy bij de tear wyt waard. ‘Wat dat oanbelanget ... no, jonge, dat bedoelde ik no krekt doe’t ik sei dat ik miskien te hurd foar dij west ha. Want wistste, ik ha it al tsjin jim heit en mem sein.’

Free foel hast flau. ‘Echt wier? O, God noch ta.’

‘Ja. Moatst witte dat ik altyd presys wit wat der yn dy fitrine leit. Dat ik hâld sekuer bij hoefolle elke fitrine ferkeapet. Hast gelyk datst mar seis pikt hast. Dat is alles wat ik dêryn mis. En ik ha it dij feitlik dwaan sjoen, de twadde kear datst it besochtst. En bij God, jonkje, ik wit net wat ik no dwaan moat. Do, fan alle jonges dy’t hjir komme, ik hie noait tocht datsto it wêze soest. Do bist ien fan de aardichst útsjende bern dy’t ik ken. Dat, ik wist net wat te dwaan. Ien ding wie, as ik dij gewurde liet, soest stadichoan ta in dief wurde kinne. Iderien kin dat oerkomme. Sels Jezus Kristus. Dêrom hie er sa’n geduld mei dieven. Sels hoeren.

Dat, ik moast in manier betinke om dij te stopjen, foardat it te let wie. Dêrom ha ik bij einsluten interlokaal jim folk belle.’

‘Interlokaal!’

‘Ja. Jim mem naam op. It earste wat se sei wie: “Ik moat jo o sa betankje dat jo mij belle hawwe, en net de plysje.” Doe sei se: “Mar de jonge moat straft wurde. Hij moat in goede homp krije om him wer op it rjochte paad te krijen. Dat, ik wol dat jo it folgjende dogge: betraapje him op ’e die, yn bijwêzen fan syn maten sels, as it net oars kin. En dan wol ik dat jo ris goed iepenhartich mei him prate.” Ik sei tsjin har dat ik dat wat strang fûn, dat soks dij miskien ta noch ferkeardere dingen bringe koe. Om wraak te nimmen. Mar sij sei: “Nee. Ik wol dat er dy homp krijt om him kjel wer ta syn ferstân te bringen. Undertusken sil ik oan myn kant hjir op myn knibbels sakje en ta God bidde.” ’

Op har knibbels.

‘Ja, jonge. Do hast in bêste mem.’

‘Mem wit it dus.’

‘Wen dêr mar oan. En ast takom moandei wer yn ’e stêd komst, kom dan nei skoaltiid even lâns en dan betinke we wol wat.’

Dy freedts draafde Free nei skoalle nei hûs. Hij die dat hurd om himsels te straffen. Hij kaam pûstend de keuken yn en wie sa bekôf, dat er amper puf hie om skiepachtich te dwaan. ‘Goeie, mem.’

‘Goeie, Free.’ Ada stie bij de strykplanke. Se seach him mei har blauwe eagen rjocht oan. Doe, nei de klok sjend, sei se: ‘Ik tink dat jim heit ferwachtet datst it wurk jûn allinne dochst. Dan kin er de westlike fjirtich ôfmeitsje, en sa wat de skea ynhelje.’

‘Goed, mem.’

Ada sette it strykizer even rjochtop. ‘Jim heit wit it net. Ik tocht dat er it op dit stuit better net witte koe.’

Free waard bleek. ‘Tankewol, mem.’

‘Ja.’ Se gong fierder mei it striken.

Free ferstrûpte him hastich. Hij wie suver oer syn toeren. Syn heit wist it noch net. Dat betsjutte dat syn broerkes it ek net wisten. Noch ek al syn neven. Noch de dominy of de tsjerkelju. Miskien soe it achterôf net sa slim betoare. Hij begûn hastich mei it wurk en it melken.

‘Man, tenei sjoch ik noait wer nei wat dat net fan mij is,’ flûstere er tsjin de echte Alfred Alfredson VII, dy’t noch sa’n trije meter boppe him sweefde. ‘Sels net as it derom giet om gjin rezinen mear te pikken út mem har kelder.’

De oare deis frege syn mem him om Tip yn te spannen. Everett en Albert moasten nei it fraachlearen en sij moast boadskippen helje. Doe’t se yn ’e winkel fan Tillman klear wie, gong se even nei de

huoddewinkel. Free bleau achter bij Tillman. Nei in skoftke kaam Tillman achter syn toanbank wei. Syn gewoanlik glimkjend gesicht stie nuver ernstich. 'Free, kin ik even mei dij prate?'

'Jawis wol.' Free wist wat dat betsjutte. Syn mem hie it mei Tilman bepraat. Se hie syn oardeel heech.

'Gean dan even mei nei achteren.'

Free rûn Tillman achternei it foarriekeammerke yn. Tillman sette de foet op in foarriekiste. 'As earste, Free, lit ik dij witte dat der mar fjouwer minsken binne dy't hjirfan witte. Do, jim mem, Jansen, en iksels. Ik bin hjiryn troch jim mem behelle. Sij wie bang foar de lilken fan jim heit, dat er dij opdrage kinne soe om thús te bliuwen en op de pleats te arbeidzjen, nettsjinsteande it soarte talint datst miskien hast.'

Tillman kipe troch de doar om te sjen oft der ek ien yn 'e winkel kommen wie. 'Se woe ek witte oft ik dij oait betrape hie bij it stellen fan in reep yn myn winkel. Of sels mar it fermoeden hie datst dat dwaan kinnen hiest. Noait, ha ik tsjin har sein. Net ien kear. Ik ha tsjin har sein dat ik like skokt wie as sij om te hearren datst yn Hello repen pikt hiest. Fertel ris, earlik, wêrom hast dat no dien?' Tillman stiek de hân út as soe er Free syn kin optille; doe, op it lêste momint, sjend dat Free him dêr stiifkoppich tsjin fersetse soe, feroare er dat yn in freonlike triuw tsjin syn skouders. Tillman hie brede swiere hannen.

Dat Tillman, dy't er sa bewûndere as in grut man yn 'e tsjerke, dat slimme gefal oer him wist, wie hast tefolle om te fernearen. Free seach nei de flier. De rook fan de mei oalje ynwreaune flier fermong him mei dy fan ripe bananen. De echte Alfred Alfredson VII riisde noch in pear foet heger boppe him yn 'e loft. Alfred Alfredson VII beseach him mei in hâlding as woe er him net kenne. 'Ik begryp wol datst der net oer prate wolst, Free. Feitlik mei ik dat wol lije yn dij. Dat betsjut datst grutskens hast. En dat betsjut dan wer datst yn 'e grûn in earlike jonge bist. Wat dan op syn beurt wer betsjut dat der wat bysûnders oan dij fretten hat, datst dy repen pikt hast.'

Wat bysûnders, ja. Ynienen kaam de echte Alfred Alfredson VII del en skeat yn 'e hûd fan dy't er echtwier wie. En hij stoarte yn en gûlde.

Tillman paste der goed foar op om him net oan te reitsjen. Nei in skoftke fertelde Free wat er ek oan Jansen ferteld hie, dat er fûn dat er syn maten trakteare moast as sij him traktearden.

'Dat is it dus.' Tillman hufte mei de rjochterhân yn de linker. Dat gebaar makke in lûde klap, as ien dy't in papieren pûde platslacht. 'Ik wist wol dat it sokssawat wêze moast.'

Free koe Tillman mar amper troch syn triennen hinne ûnderskiede. Wat in geweldige fint. Free woe wol dat syn heit hjir ek fan wist. It hie

prachtich west as syn heit, dat wittend, soks sein hie as Tillman, om te toanen dat hij it ek begriep.

Doe ûngefear kaam Ada werom. Se seach net nei Tillman om te sjen oft er in kâns hân hie om mei Free te praten. Se sei gewoanwei: 'Ik mei net oer dy nije jonge-frouljusmoade, dizze jazztiid. It is krekt as hat in healwize strjitmoadepoppe dy huodden ûntwurpen. Dat ik tink dat ik mij mar mei myn âld hoed behelpe moat.' Se tilde de hân op nei de hoed dy't se op hie. It wie har âlde blauwe Gainsborough. Se skodholle wat om har tryst lot as it op huodden oankaam. De sabeare reade papavers op har hoed rattelen as âlde opdroege kantsjes. Tillman skodholle ek en glimke wat. Hij draaide him nei Free om.

'Wolst wat foar mij dwaan? Ik ha de âlde frou Kolder beloofd om har fan 'e middei har boadskippen te bringen. Dat earm sloof, se hat fan 't maityd slim lêst fan rimmetyk.'

'Fansels wol.' Free wist dat Tillman even apart mei syn mem prate woe. 'Wêr binne se?'

Tillman krige in swiere kartonnen doaze achter de toanbank wei. 'Do witst wêr't se wennet?'

'Ja. Tsjinoer muoike Engleking.'

Wylst er de boadskippen besoege, bepraten syn mem en Tillman it gefal. Underweis nei hûs sei se: 'Jonge, jonge toch, hie 'k dat mar witten.'

'It spyt mij, mem.'

'Likegoed wol ik net datst dij skammest dat we sa earm binne.'

'It spyt mij.'

'Goed, Free. Dat akseptearje ik. Mar ûnthâld goed, tenei moatst dêr ek neffens hannelje. Foar ús allegear.'

De moandeitemoarns ier, wylst Alfred noch yn 'e skuorre de hynders stie yn te spannen en de bern har boppe oanklaaiden foar skoalle, sei Ada: 'Free, foardatst fuortgiest, moatst hjir even komme.'

Free wist wol wat se woe. In moarnsmiel fan maisbôle en sjerp lei swier op syn mage. 'Och nee, mem.'

'Kom.' Se knibbele bij de stoel ûnder it rút op it noarden en stiek him in mei moal bestode hân ta. 'Kom hjir. Knibbelje hjir even bij mij.'

Beskamme sette er it pak mei boeken oan kant en knibbele nêst har. Ada lei de earmtakken op de sitting fan de stoel en sleat de eagen. De hannen geardwaand heve se har gouden gesicht nei God op. De rook fan Alfred syn kofje hong noch swier yn 'e keuken. Krekt doe't er syn eagen slute soe, seach Free hoe prachtich blau de loft boppe de beammantel yn it noarden wie.

'Heit,' bidde Ada, 'in mem yn noed komt dizze moarn ta Jo. Sij freget wêr't se it ferkeard dien hat? Hat se der ferkeard oan dien om har

jonge nei de Academy te stjoeren? Hie se der wizer oan dien om him thús te hâlden, bij de fersikingen fan in frjemde stêd wei? Of hie sij mei syn heit nei de bank gean moatten om wat jild foar him te lienjen, om mei nei skoalle te gean, foar netsjese klean en bûsjild? Wat hienen we dwaan moatten?’ Se suchte djip. ‘Och, Heare, no’t it slimste bard is, wat sil der fan myn jonge wurde?’ Se ferskeukte op har knibbels. Se klage faak oer seare knibbels as se de keukensfluer ynwreau. ‘Heit, op syn frjemde ferkearde manier liket dizze jonge fan ús it goed bedoeld te hawwen. Mar stellen, foar hokker doel ek, is noch altyd stellen. Heit, no’t er de rjochte wei sjoen hat, en sein hat dat it him spyt, bin ik der wis fan dat er it noait wer dwaan sil. Ferjou it him, Heit, en lied him op it paad fan de rjochtfearrigen. Dat freegje wij yn Jezus’ namme. Amen.’

Tsjin de tiid dat it gebed dien wie, siet Free te triljen. Ada gie oerein. Se suchte djip. Doe, mei in hân op syn skouder, loek se him oerein. ‘Kom, soan. Lit ús foarútsjen en oan moarn tinke.’

Free draafde o sa fluch nei skoalle, en strafte himsels sa de hele wei.

Twa wike letter waard it waarm waar en yn it skoft draafden de Academyjonges nei it honkbalfjild westlik fan it skoalgebou en spilen se in oefenpotsje honkbal. Free spile as yn de dagen fan alear. Gjinien op skoalle like dat fan dy seis repen útfûn te hawwen. Jansen hie wurd holden en Free op tongersdeitejûnen in ôfwaskbaantsje jûn, sadat er betelje koe wat er him ferskuldige wie, en ek noch wat bûsjild foar himsels fertsjinje koe.

Oare jierren hie de Western Academy in eigen honkbalteam hân, mar dat jier koe rektor Hedges it team net traine. Hij hie it te bannich mei syn proefskrift. Alle wedstriden tsjin de oare lokale skoallen yn ’e omkriten – Carlton, Blue Wing, Jerusalem – wienen ôfsein. O sa spitich. Want foar it earst yn tiden wienen der in protte goede spilers op de Western. Foaral de tredde klasse siet der grôtfol mei. Op in dei krige Tony Streetman it heldere idee dat bij de jierlikse picknick de kommende tweintichste maaie de treddeklassers tsjin de hele skoalle spylje moasten. Free en Birdie en Bert Whiffler fûnen dat daalk in poerbêst idee. Dat Tony bombardearde himsels ta trainer fan de treddeklassers en makke de útdaging bekend. De fjirdeklassers, foar it meastepart âlde strûken, en in pear twaddeklassers en earsteklassers, namen dat fuort oan.

It jier dêrfoar hie Sam Ruffman wat ynfalswurk dien as werper. Sam koe hurd smite mei in goede curve. As er foar stie, wie er sterk. Mar as it spul spannend wie, woe er wolris ynstoarte. Feitlik hie er net de hannen foar honkbal. Syn fingers wienen te koart en te tsjok. En bûgden ek om in frjemde reden oan de úteinen omheech. Sam hie it

dreech mei it loslitten fan de bal en hast elke tredde smiet wie sûnder goede kontrôle. Slachmannen wienen dan bang en staptten geregeld fan de tûsplaad ôf. Der wie ien maklike manier om Sam te ferslaan. Ticht bij de plaat stean gean, en dan krigen jo wis in frije loop fan him.

Tony makke him der soargen oer dat Sam foar de treddejers smite soe. Dy skrandere Henry Brunstein, tsjin dy tiid in fjirdeklasser, soe grif wol witte hoe't er gebrûk meitsje koe fan Sam syn tekoart oan kontrôle. Tony beneamde himsels ta catcher en wurke mei Sam, en besocht om him op it rjochte spoar te krijen. Mar dy twa koenen net sa goed, en wat mear as Tony mei Sam wurke, wat minder as Sam waard.

Op in middei bij it oefenjen hie Tony lang om let syn nocht derfan dat Sam net de goede behearsking hie. Hij laske in pauze yn, treau syn masker omheech op syn foarholle, en stapte nei it midden fan it fjild. Mei syn wat kromme skonken, it omheech skode masker, en triljende skerpe bleke noas, like Tony op in podde mei hoarntsjes. 'Free, kom hjir ris even.'

Free, dy't op it earste honk stie, kaam op him ta.

'Free, smyt do even in skoftke. Sam, do nimst it earste honk oer.'

'It earste honk?' rôp Sam. 'Ikke?'

'Ja. Sam. It earste honk.'

'Dat is ûnsin, Tony. Free kin gjin curven smite.'

'Ik ha him in pear dagen lyn mei Bert spyljen sjoen, en wat ik doe seach, like net sa min. Op ien of oare manier hat er leard in grutte curve te smiten.'

'Mar syn hurde bal, ha,' snúfde Sam. 'H'n, hij kin der net iens in spinreach mei brekke.'

'Hindert neat. Gean nei it earste honk.'

Sam wie opsternaat. It wie al slim genôch dat Free him yn de gymnastykseal poerneaken achternei sitten hie, mar dit, dat Free it oernimme soe as de werper út 'e tredde klasse, dêr wie de ein fan wei. 'Mar ik bin de bêste werper fan de Academy, no't Stiffy Vernon syn diploma hat.'

'Fuort!' hiet Tony him. 'Of do hoechst net mear te spyljen.'

Sam stamppte einlings mei in reade nekke nei it earste honk. Hij wie sels noch banger fan Tony as fan Free. Tony seach Free ûndersykjend oan.

'Do witst de sinjalen?'

'Ja.'

'Moai sa.' Tony gong wer achter de tûsplaad stean. Free gong wer oan it wurk mei de ynfallers fan de tredde klasse. Mei twa yn-en en in rjochtút wurpen bal skoarde er ien-en-twa tsjin Timmy Johanson. Doe, nei it trije-fingerteken fan Tony, smiet er mei in wide úthaal in curve.

Timmy sloech der wol in foet nêst. Tony kaam op syn kromme skonken nei healwei de werpersplaat. Hij skode de bal yn 'e rjochting fan Free. 'Ik sei dij toch al datst smite koest, do meager stik bonkerak út Bonnie.' It kramtriedden masker joech syn gesicht it oansjen fan in woeste bear.

It duorre net lang of Free learde om te werpen mei in soepele ritmische beweging. Al dy dagen dat er balspile hie op de kristlike skoalle yn Bonnie, en ek dy kearen mei syn broers yn de bargegreide thús, betellen har no lang om let werom. Hij wie fol fjoer. Fan dief nei earste werper wie in hele ferbettering.

Rektor Hedges hie besletten om de skoalpicknick yn it Oak Grove State Park te hâlden, lâns de klippen fan de Grutte Sioux Rivier. De tweintichste maaie dage sierlik en waarm. Foar ien kear stie der gjin wyn. De appelbeammen yn 'e stêd stienen allegear yn bloei. In jonge moast wol fereale wêze, sels al hie er gjin famke.

Tsjin healwei njoggenen ried der in karavaan fan sa'n tweintich auto's op 'e dyk. Rektor Hedges ried foarop yn syn swarte Dodge en Ralph ried achteroan syn syn Ford. De karavaan stoppe oan 'e westkant fan Sioux Center, dêr't Hedges even ynspekterde oft alles ynoarder wie, en slingere dêrnei fierder nei de Grutte Sioux Rivier.

It swarte lân begûn nei in oantal kilometers wat heuvelachtich te wurden. Al gau ried de karavaan oer in dyk tusken twa bôlefoarmige klippen troch. Underoan kommen, parkearden alle auto's nêst wat picknicktafels op in hurd sânich stik grûn. Noard dêrfan lei in breed weagjend stik greide. It gers wie noch koart, mei hjir en dêr opkommende giele stikjes mei hynstebloemen. Der groeiden ljochtpearse anemoanen op in sânich heuveltsje tichtbij. De Grutte Sioux Rivier stroomde breed, donkergrien, fol bochten mei djippe gefaarlike gatten. No en dan spatte der in fisk boppe it wetter út. Ienlike motflinders skearden hinne en wer oer it oerflak en achter har oanjeiende fûgels tipten mei har wjokpunten rûntsjes op it wetter. Oan de oare kant leinen noch mear greiden, en dêrnei noch mear pleatsen, oant de bleekblauwe loft yn 'e fierte gearraande mei grienblauwe greiden. De westlike kym like djip ûnder de hurde sânplaat te lizzen dêr't de rige auto's stilholden hie.

De jonges holpen bij it útladen fan de picknickspullen, hellen doe de honkbalwanten en ballen foar it ljocht en namen it stik gerslân yn besit. Tony warskôge Free syn earm te sparjen foar de grutte wedstryd. Sam Ruffman lykwols frege Free hieltijd wer om mei him burn-out te spyljen, mar sawol Free as Tony leinen dêr it near op.

De wedstryd begûn om ien oere. Rektor Hedges wie de skiedsrjochter. Se hienen trije sekken strie meinommen foar de honken en in fjouwerkant stik hout as thúsplaat. Hedges trêde de ôfstân ôf tusken de

honken, mei in protte wurden oer hypotenusas en rjochte hoeken. Hij joech ek it gatsje oan foar de werpheuvel en doe wienen se der klear foar. De hele skoalle gong om it fjild hinne stean, de treddeklassers bij de line fan it tredde honk en de oaren lâns de line fan it earste honk.

Yn de earste twa innings smiet Free sa dat de slachman missloech. Tony rôp hieltyd wer om de inshoot bij de earste pear werpen en frege dan om de outcurve, oant Free syn man ferrifele hie. De earste man yn de tredde inning sloech in earmoedich rôljend baltsje nei him ta en dy smiet er nei Sam foar de outbal. De twa dêrnei sloegen mis. Bij de shortstop stie Birdie de hele tiid wat nuver yn himsels te laitsjen. Alle kearen as Free mei syn brede earmswaai smiet, moast Birdie hieltyd wer triomfantlik gnize. Hij liet Free sa witte dat er bij elke werp positiver oer him tocht. Free gong yn de fjirde en fyfde inning op deselde foet troch.

Yn de sechde begûnen de âlde strûken him wat yn 'e smizen te krijen, twa pop-ups en in grûnbal. Brunstein en syn maten besochten om har klear te meitsjen foar ôf syn curve ôf syn inshoot, mar Tony wie har te snoad ôf mei syn skrandere sinjalen. Free koe mar amper leauwe wat der geande wie. Sels rektor Hedges, dy't as skiedsrjochter de werpen rôp fan achter de werpheuvel, koe mar amper syn eigen eagen leauwe. Syn snorke beweegde de hele middei drok op en del. Syn ferbaasd glimke feroare sûntsjesoan yn in grimmitich glimke fan ferheardens. Free syn maten yn it team fan de tsjinstanders holden nei in skoftke ek op him te bespotten. It wie net sa maklik ien te bespotten dy't 9-0 foarstie.

Yn 'e sânde krige Free problemen. De pezen oan 'e binnenkant fan syn rjochterearmtakke begûnen him sear te dwaan. Hij koe noch wol de out smite, mar as er de inshoot smiet, wienen syn triljende fingers net langer wis fan harsels. En as er de rjochtute bal smiet, wie er lang net tûk. Hij joech de earste twa slachmannen in frije loop, pakte de folgjende twa mei syn inshoot, joech de fyfde man ek in frije loop, en stie úteinlik tsjin slachman Brunstein trije-twa. Tony frege om in curve. Gelokkich rekke Henry him, allinne omdat Free him sa sunich smiet, oan 'e boppekant en de bal rôle in eintsje foar de plaat út. Free sprong op syn lange skonken nei foaren, krige de bal op, en rekke de thúsplaat oan foar it ôftikjen.

Yn de njoggende hie er mear gelok. Hij smiet mar trije ballen, allegear curven, en krige trije útballen op grûnballen nei Birdie.

Dy wie doe yn alle steaten. 'Gean troch mei dy hooks, Free. We steane allegear achter dij en kinne se it earst foar dij pakke.' De âlde strûken pakten har earste bal yn de njoggende, in lel oer it tredde honk hinne. Dat waard in double, en hij rôle helendal oan it krúsbeibeamke

ta. Free wie net fan 't sjapiter, mar bij de folgjende fjouwer werpen joech er de slachman fjouwer homeruns. Syn earm die him sa sear, dat de lêste twa werpen amper oan de plaat ta kamen.

Tony treau syn masker omheech en frege om in time-out. Hij trêde grimmitich nei de werpheuvel. Syn noas wie wyt. 'We kinne dij der no better úthelje, Free.'

'Ik kin 't wol ôfmeitsje,' sei Free. 'We steane njoggen runs foar.'

'Ja. Mar ik wol dy hampelmannen gjinien punt gunne.'

'Ja, Free,' sei Sam. 'Dêr kin ik wol foar soargje. Ik giselje wol njoggen hurde ballen bij har lâns en dan binne we thús.'

'Gjin sprake fan,' sei Tony. 'Ik werp no.'

'Do? Och heden, do hast noch noait in kear wurpen yn dyn libben,' sei Sam.

'Toch smyt ik,' sei Tony.

'Mar wa heint dan?'

'Free.'

'Mar dy hat noch noait heind.'

'Free hat dêr de hannen foar. Dat kin er wol.'

'Do bedoelst, ik mei no net smite? Wylst ik de bêste pitcher fan de Academy bin?'

'Nee.'

'Dan hâld ik op.' Sam smiet syn honkbalwant oer de grûn en begûn fan it fjild ôf te rinnen. Syn nekke wie read en syn lippen wienen wyt.

Skiedsrjochter Hedges woe lang om let ek wat sizze. 'Dat dochst net, Sam. Tony is jim trainer en dy hat it rjocht om syn team op syn manier te lieden. Krij dy want op en gean werom nei it earste honk.'

'Mar —'

'No direkt!'

Sam krige de want wer op en rûn mei hingjende skouders werom nei it earste honk. Sam koe mar mei muoite foldwaande sifers helje bij rektor Hedges.

Free sei: 'As Sam no de bal mei sin falle lit as we dy nei him ta smite?'

'Ha mar gjin noed oer him,' sei Tony. 'Ik smyt de slachman der wol út. Hjir, pak it masker en de kneppel, en gean achter de plaat stean.'

Free loek de útrissing fan de catcher oan en stapte achter de plaat. Tony, fuort beret, gong oan it wurk. Hij smiet mei de earm fansiden en hie in natuerlike inshoot dy't in rjochtshandige slachman te stoef wie. En hij koe goed hurd smite. Hij liet de batman hieltyd misslaan. Bij tsien werpen. 9-0.

De oare deis, bij algebra II, koe Birdie der noch altyd net oer út hoe't

Free mei syn grutte giseljende curve Henry Brunstein en syn âld strûken oan 'e kant reage hie. Hij ferlike Free syn curve mei in yngewikkelde algebraïse stelling, dy't mei in heale sirkel te meitsjen hie. De hele klasse moast laitsje en seach mei tagedienens achterom nei dêr't Free bij it rût siet. Rektor Hedges hie ek in brede glim oer foar Free. Syn lyts fjouwerkant snorke rekke hast syn noas. 'Jawis, ús Free smiet in heel aardige curve. Al wie dy net helendal in heale sirkel.' Iderien moast al wer laitsje. 'Mar doe, yn de njoggende inning waard syn curve rjocht en makke hij der in potsje fan.'

'Ja, sa is 't mar krekt,' foel Sam him lûd bij.

Birdie naam it foar Free op. 'Foar in jonge dy't noch noait earder wurpen hie, hat er it aardich goed dien. Acht innings lang gjin honk berikt troch de tsjinpartij. Dat moat wol in soarte fan rekord wêze.'

Hedges syn gesicht waard wer freonlik. 'Ja, ús lange sek mei bonken wurdt sa sûntsjesoan in man. Wa wit sille we op in dei allegear graach tajaan dat we him kennen hawwe.'

Free hold him leaver stil. Dat dy oaren hast gjin honk berikt hienen, dat wie suver genôch om dat gefal mei dy repen wer goed te meitsjen.

Free ❁ 12

Sherm hie fan dy geweldige wedstryd heard dy't Free bij de Academy-picknick spile hie en wie alheel út 'e skroeven. Mei Free op de werpheuvel hienen de net-trouden bij de picknick fan de lytse tsjerke op de deadebetinkingsdei lang om let in kânske tsjin de trouwen. Mar Garrett, no troud, snûfde ferachtlik doe't er fan Free syn geweldige wedstryd hearde. Safolle koe Free net better wurden wêze. De trouwen soenen wol efkes syn suterige luzige curve alle kanten úthuffe. It hienen toch foar it grutste part de troude manlju west dy't op dy fjirde july dat geweldige team fan Sioux Center mei 10-8 ferslein hienen.

Nei de optocht dy moarns, fan de First National Bank oan de haadstrjitte nei it begraafplak oare kant de rivier ta, ried iderien nei it lân fan Brewster. Wylst de froulju it iten op de picknicktafels klearsetten en de bern de kikkerts fuortjagen lâns de sompige kant fan de Grutte Rock Rivier, pakten de trouwen en de net-trouden har ballen en begûnen se mei de opwaarming. Guon fan de jonge keardels spilen burnout. In pear fan de mear sportive âlde strûken prebearren mei te dwaan, mar al gau makken dy harsels bespotlik troch tsjin it liif rekke te wurden en in fjoerread gesicht te krijen, omdat se yn jierren net safolle draafd hienen.

Free paste der wol foar op net tefolle te werpen. Syn earmtakke

die noch wat sear en hij moast syn earm foar de wedstryd sparje. Hij foege him bij de bûtenfjilders en heinde heechsleine ballen. Tillman, de winkelman, wie ien fan de bêste fungo-slachmannen. Hij koe in hege bal sa heech slaan dat hast elke honkdraver derûnder komme koe om him te heinen. Ferskeidene kearen sloech er de bal sa heech oer dêr't Free stie, dat dy krekt op in lytse brune moanne like dy't stadich bij klearljochte dei troch de loft fleach. Doe't de sirene fan tolve oere klonk, socht iderien syn eigen famylje op, dy't hjir en dêr op it gers sieten.

Free wist dat it op in folle mage min werpen wie, mar hij koe in twadde poarsje aai mei moster en mayonêze, jirpelsalade, rikke skinke en in lading thûsbret bargefleis mei beantsjes net stean litte. It wie tafallich ek noch sa dat syn mem syn favorite neigesetsje makke hie, rezinepastei, en hij fûn dat er op sa'n fleurige dei toch wol rjocht op twa stikken dêrfan hie. En dêr dan boppe-op ek noch in flinke skep goudkleurich dreech eigenmakke iis. It drege iten makke him toarstich en hij dronk ta beslút fjouwer glêzen limonade. Der wie neat dat mear nocht joech as nêst in rivier yn it gers te picknicken.

De wedstryd begûn om healwei twaen. Ferskillende manlju wienen al mei skeppen oer it honkbalfjild hinne gongen en hienen sa de kowepankoeken fuorthelle en de deade stâlen fan de tiksels fan it jier dêrfoar ôfkapt.

Tafallich koe de catcher fan de net-trouden, Tom Boer, net oan de picknick meidwaan. Dy moast bij in begraffenis wêze. Dat de trouden lienden de net-trouden har eigen catcher, Hal Haber, út. Hal hie in moaie oerreedzjende stim en syn prachtige gesichtsútdrukkingen, dy't troch syn catchermasker te sjen wienen, soenen sels fan in ynvalide in ridlik goede werper makke hawwe. Hij hie lykwols ien tekoart. Hij koe net yn 'e hoksen sitte, mar moast heal foaroerbûgd stean. Mei as gefolch dat er no en dan skuldich wie oan in trochsketten bal. Trije innings lang koenen de slachmannen neat mei Free syn giseljende hookballen begjinne. De troude âld strûken swaaiden de kneppel nei dêr't de bal net wie.

Free moast derom laitsje as er dy âlde keardels har swiere kneppels omheechswaaien seach om dy lytse bal nei de folgjende gemeente te slaan, allinne om te sjen hoe't op it lêste momint dy bal har ûntkaam. Hij koe har kneppels gûnzjen hearre, sels fan dêr't er op 'e werpheuvel stie. Guon fan dy spierde âld bokken trûzelen nei elke gisel suver hast om. Syn heit wurp foar de trouden en smiet sa fûl, dat syn rêch derfan knapte. Sherm, as koarte stop, moast bij himsels laitsje om de manier wêrop't Free, syn âlde boartersmaat en neef, wurp.

Nêst it fjild waarden de fammen fan de net-trouden alheel oerémis.

Einlings wûnen har helden in spul. Nelda Brewster, de dochter fan de eigener fan it stik lân dêr't spile waard, lake allinne mar nei Free. Sherm seach foaral goed skerp ta as syn âldere broer, omke John, slachman wie. Dy die dat linkshandich. It nuvere fan John wie dat er ek oare dingen sa die. Hij hie de freeslike oanwenst om soms op de linkerhelt fan de dyk te riden. Soks gong goed salang't der gjinien oankaam. Hij ried op koarte ritsjes nei de stêd wol goed, en bleau dan oan de rjochterkant, mar op langere stikken, as er wurch waard, liet er de auto stadich nei de linkerhelt fan de dyk swalkje.

As dan oan de kym in auto him temjitte kaam, wiisde er fluch mei syn rjochterearm nei foaren, roppend fan 'hee, sjoch dêr ris, dy fint rydt op de ferkearde helt fan de dyk,' en pas op it lêste momint, omdat iderien him taraasde dat er ride moast dêr't it hearde, gong er dan úteinlik nei de rjochterhelt. Hij hie ek de oanwenst om dingen oan syn rjochterkant mei syn linkerhân op te krijen, bijgelyks in foarke of in moerkaai. En de knopen die er mei de rjochterhân ticht. Syn humor wie ek sa bryk. Je wisten noait wêr't er mei syn grappen op út wie. Der siet altyd in nuvere draai oan alles wat er sei.

De earste kear dat omke John slachman wie, smiet Free him in hook ta en learde er wat oer it werpen nei in gewante keardel. Omke John sloech gau ta, en omdat syn linkerhân de kneppel leger as gewoanlik hold, folge dy de bôge fan de sakjende curve heel presys en: bats! dêr gong de fierste kweade bal foarbij it tredde honk dy't Free oait sjoen hie. Hij fleach in gesicht fier fuort. Sherm kaam fan de koarte stop oandraven en Hal kaam oanstampen fan achter de plaat. En de famkes bij de kant lâns waarden der stil fan.

'Heel!' sei Hal mei in smoarde laits, 'we kinne him mar better net wer sa'nien tasmite.'

Sherm sei: 'Better fan net. Dat sil ik dan altyd mar wer hearre moatte, as er ús in homerun ôfwint.'

Free sei: 'Miskien as ik de curve noch mear bûch ...'

Sherm skodholle. 'Noait in kear. Mei dyn curve joust him mei syn idioate slach allinne mar in kâns.'

'Sille we him dan mar in frije loop jaan?' frege Hal him ôf.

'Wat? Dan narret er mij oan myn dea ta as we dat dienen. Nee, dat net.' Sherm spuide in kwabbe flibe yn de holte fan syn want en smaarde dy dêrmei yn. 'Nee. Ik ha in better idee. As er syn linkerhân sa boppe hâldt, en as we him de bal heech en strak tasmite, kin er dy noait in kear reitsje, hoe't er ek tahuft. Dan stiet er der allinne mar healwiis nei te fiskjen. Dat, jou him allinne inshoots, heech en strak.'

Hal knikte en trêde werom nei achter de plaat. Heal yn 'e hoksen liet er Free oer it gat fan de want hinne twa fingers sjen. Free smiet

two streekrjochte inshootballen út syn skouder en omke John sloech se beide wol in foet mis. En de famkes begûnen wer te jûchheien. Free frege him even ôf oft Nelda Brewster ek foar him jûchheide. Hij hie koartlyn heard dat se mei Dennis Nabor gong. Dennis lei op in kweade namme. Dy siet op de motorkape fan syn Ford Roadster nei de wedstryd te sjen. Hij hie in skieding midden op 'e holle en glimke wat wietich en mei sloppe lippen. Hij like altyd op in jong boltsje dat krekt wat nijsgjirrichs rûkt hie.

Sân innings lang liet Free de âld strûken yn 'e loft huffe of sloppe baltsjes slaan. Allinne Garrett en syn heit rekken de bal ridlik goed. Se sloegen gersballen rjocht op Sherm ôf, dy't se dan opfandele en útsmiet nei Hank Tollhouse mei de kromme noas bij it earste honk. Undertusken bouden de net-trouden in foarsprong op fan fiif homeruns. Sherm sloech in tredde homerun en Tollhouse mei wat gelok noch twa. Sherm syn homerunbal kaam op de spoaroergong telâne, wylst Tollhouse sines yn in wangpûderottegat foel en sa neffens de fjildregels twa honken fertsjinne.

Doe, oan de ein fan de achtste inning, wylst syn earm al wurch begûn te wurden, joech Free twa man achterelkoar in frije loop en liet Tollhouse in hege bal falle, en hie omke John gelok troch in heel fiere dûbelslach, dêr't er trije runs mei skoarde, en Garrett sloech in homerun, sadat se gelyk kamen te stean.

De famkes kreunden.

Doe't Free noch in kear twa man in frije loop liet, sûnder ien út te werpen, kaam Sherm fan it shortstoppersplak oandraven. Hij seach Free wat nidich oan. 'Kin 't dij neat mear skele soms?'

'Fansels wol.'

'Dat is it dus wat de Academy mei dij dien hat. Hat dij in grutte kop jûn yn pleats fan in goede curve.'

Free draaide Sherm de rêch ta. En wonk, lilk, nei Hal dat dy nei de werpheuvel komme moast. Dy die dat en seach Free troch syn masker oan. Hij wie net faak genôch catcher om út gewoante it masker automatys omheech te wippen nei in kweabal of as de pitcher mei him oerlizze woe.

'Ja, wat is der?'

'Foar de rest fan dizze inning moatst mij allinne mar fjouwer fingers sjen litte.'

'Smytst no op in oare manier?'

'Ik goai myn curve no rjochtút boppehâns yn pleats fan mei in swaai fansiden. Pas der goed op datst him heinst, sels al is it dreech foar dij om yn 'e hoksen te sakjen. Hij komt miskien op 'e grûn telâne krekt achter de plaat.'

Sherm hold de holle fansiden. ‘Ik wit net, Free.’

‘Hal, kinst sa’n smee heine?’ frege Free.

‘Besykje it mar.’

Mei syn nije dropbal begûn Free opnij te werpen. De net-trouden koenen op ’e ein fan de achtste inning net skoare en ek net de njoggende, en it spul gong yn ’e ferlinging.

It wie de goede âlde Hal Haber, de fan de trouden liende catcher, dy’t de wedstryd foar de net-trouden wûn. Mei twa út achter yn de alfde, heinde er ien fan Alfred syn slants, en parkearde dy yn in bult kleurde knikkerts, hynstefigen, djip yn it middenfjild. Nicolaus Mendaring, dy’t frijwat sinnich wie yn datsoart saken, besleat dat er dy bal better earst út dy bulte hynstefigen traapje koe en troch it gers rôlje, om him wat skjin te meitsjen, foardat er him opkrije woe. Tsjin dy tiid wie Hal, dy âld strûk, al bij it tredde honk. Garrett, de catcher, walge dêr sa fan dat er bij de folgjende smee Alfred syn curve miste. Dy waard as trochsketten bal beskôge en Hal skoarde maklik fan it tredde honk. De net-trouden wûnen, 6-5. It wie har earste oerwinning yn jierren.

Sels dominy Tiller wie ûnder de yndruk. Hij kaam op Free ta en syn hân yn syn beide hannen nimmend, lokwinske er him mei dat bewiis fan manlike stânfêstigens, troch troch te setten oan de oerwinning ta.

Bij dominy lâns sjend seach Free ûtnochtere dat Nelda Brewster en Dennis Nabor earm yn earm it lân oer rûnen nei hûs ta.

Free * 13

Wylst Alfred en Ada fuort wienen, ûntstie der op it hiem in needgefal. It rier fan har ko Skopper lei yn de jister mei de kop yn in nuvere bocht. Har eagen sieten fol stof en har liif wie opswold as in ûntbinend karkas. It fruchtwetter wie brutsen en lei yn in glimmende dobbe yn ’e modder achter har. In droege befalling. Free soe hast al gau feedokter Overslaugh opbelje, doe’t it rier skokkend begûn te hoastjen. Har eagen gongen wer helder iepen, en se loek de nekke rjocht. Se hie him sjoen en prebearre de kop op te tillen. En doe waard it liif grepen troch stûpen. It wie krekt as wie in reuzefûst tichtknypt om te besykjen har keal derút te parsjen. Hij gong op ’e knibbels nêst har sitten om har te ûndersykjen. Gjin wûnder dat se muoite mei kealjen hie. It keal kaam der mei de achterpoaten earst út. Twa sachte hoefkes stieken der as in pear knine-earen ta út. As er prebearje soe it keal der achterstefoaren út te heljen, soe it wêze as hellen jo der in fiskheak út.

Hij draafde nei hûs en belle lykwols Overslaugh op. Dy syn frou sei

dat har man nei Sioux Center fuortroppen wie, mar dat se, sa gau't er werom wie, sizze soe dat der op de pleats fan Alfredson ferlet fan him wie. Mei it swit yn 'e hannen folle Free in panne waarm wetter út de wetterbak, griep in stik tarsjippe en draafde werom nei de jister. Hij wosk hannen en earms. Doe, wer op knibbels, stiek er in hân foarbij de útstekkende achterhoeven fan it kealtsje en rikte nei binnen. It wie binnenyn smûk. Waarm. Der kaam in rook fan licht fermintearre huning nei bûten. Stinnend en uteinlik twongen om mei beide hannen yn har te wurkjen, slagge it him om it kealtsje om te draaien.

Hij gong troch mei triuwen, dat se suchte. De hele tiid lei se der plat bij, sleau. Ta syn ferbazing fielden syn fingertoppen twa kopkes. Even tocht er dat er te meitsjen hie mei in twakoppich keal, oant er fierder rikkend twa rêchbonken fielde. Twillingen. Aha. Noch in reden dat se it dreech hie. Wat in drokte foar in rier bij har earste kear. Mei it swit oer syn wynbrauwen drippend prakkesearde er beide kealtsjes teplak en lei er se netsjes del, de iene achter de oare. It hie wol wat fan ûnder in fêstbûn dekbêd te taasten en dan in pear dromende berntsjes terjochte te lizzen. Hij loek de hannen hoeden út har werom en wosk syn beblatte hannen en earmen.

En gong doe yn 'e hoksen sitten.

It rier lei stil, mei de kop ûnnatuerlik achteroer. De twillingkealtsjes libben noch. No en dan joech ien fan har binnenyn in traap, dat de hûd oer it liif omheechsprong. Op it lêst joech ien fan de kealtsjes in fûle traap. It oare die dat doe ek like fûl. Dat like it rier wer ta syn sûpe en stút te bringen, en se tilde de kop fan 'e grûn. Fuort dêrnei kromp it liif, ien kear, yninoar. Dat wie genôch. It earste kealtsje kaam der oan de earen ta út. Noch in fleach, en hij slydske oer de modder. Doe't Free him foarsichtich oan 'e kant skode, die er de bek iepen en liet in wietich grinen hearre.

In minút letter kaam it twadde kealtsje te wrâld. Doe't it twadde kealtsje ek in wietich lûd hearre liet, begûn it rier te âljen. Beide kealtsjes wienen read mei wite plakken en beide wienen it kokealtsjes. Doe't in healoare letter syn heit en mem it hiem oprieden, hie Free de kealtsjes al holpen om stean te gean en stie it rier har ek al de rêch skjinnig te slikjen. Alfred ferskynde yn de doar.

'No jong, hoe is 't mei Skopper har rier gien?' Free wiisde.

'Twillingen, fergemy, en kokealtsjes ek noch.'

'Ik tocht dat heit dat wol aardich fine soe.'

'Dat moat in geloksko west hawwe.' Doe seach Alfred de panne mei wetter en it stik sjippe.

'Tsjong.' Hij stoarre Free oan. Syn eagen skuorden wiid iepen. 'Hoe wisto watst dwaan moast?'

‘Ik moast fan heit bij it bigjen helpe, doe’t ik lyts wie.’ Alfred skodholle bewûnderjend. ‘Dat Skopper is no beppe.’

Free besproeide om kertier foar seizen de kij tsjin de miggen en om seis oere presys begûnen se tegearre te melken. Free begûn altyd earst mei de dreechste ko, in rier mei koarte tinne oerkes. Hij moast it der meastal útstrûpe. Alfred begûn earst mei Skopper.

De twa nije kealtsjes yn it fek achter de kij âlen al om molke en mem. It rier fan Skopper besocht hieltyd wer om achter har fan de stâl ôf nei har bern te sjen, en skodde dêrbij senuwachtich mei har achterste. Se wie der ferbazend fris fanôf kommen. It oaljeachtige miggespuitmiddel glom op de rêch fan ’e kij en frustrearde miggen sirkelen dêr gûnzjend boppe.

Skopper stie stokstiif wylst Alfred har molk. Se sloech sels net mei de sturt nei de gûnzjende miggen boppe har. Skopper wie in nuver beest. Se wie alderfrjemdst fan postuer, en like mear op in hoekige bananedoaze as op in beest. Troch har gleone útstekkende eagen seach se derút as wie se krekt troch in bolle besprongen. Se hie ien minne eigenskip: se koe moannenlang bij it melken folslein stilstean en dan, op in dei, ynienen, as jo it helendal net ferwachten, krige se de kolder yn ’e kop. Alfred hie in kear dy rare opstigings op syn fokkalinder optekene, om der achter te kommen wannear’t er wer ien ferwachtsje koe. Mar dat helle net folle út. Der siet gjin patroan yn har ûnregelmjittige wûndere oanfallen. Mar se joech molke, in heel soad, twa kear op in dei in oerrinnend folle amer, en dus waarden har dy kluchten almeast ferjûn.

Alfred sei, mei in yn it hier fan Skopper wat fersmoarde stim: ‘Dy twillingen hawwe de kâns hân om bij dat rier te drinken, toch?’

‘Ja.’

‘Spitich. As se ienkear in oer yn ’e bek hân hawwe, wolle se noait wer út in amer drinken.’

Pats. Skopper. Dy waard gek. Free kipe bij de ko achter him lâns. Dêr fleach heit hinne, mei in fluts molke en syn tuolle. Mar dy wie fluch en sels yn ’e flecht wist er op hannen en fuotten del te kommen. De fluts molke spatte tsjin en om in kowestile achter him hinne, en de amer rôle helendal nei de iepen doar ta.

‘Hee, do ferdomd idioat kring!’ Skopper sprong en skopte mar troch. Har achterein fleach yn in rige woeste hege trapen soms sa fier omheech, dat har giseljende sturt tsjin de balken dêrboppe oanswypke. Soms, bij ien fan har heechste trapen, raamde se de achterpoaten sa fûl omheech dat se harsels mei de foarpoaten ek wat fan ’e grûn tilde en it iennige part fan har dat noch oan de ierde fêstsiet har fjouwerkante ûnkreaze, oan de stange fêstbûne kop wie. Alfred naam net de muoite om te sjen oft himsels ek wat mankearde. Hij stode oerein, griep de tuolle, pakte

dy bij de iene stompe poat fêst, en gong ta de oanfal oer. Hij sloech op sa'n manier ta dat de tuolle elke kear mei in ôfgryslik kreakjende dreun de romp fan Skopper rekke.

Skopper trape mar troch en sloech gjin acht op de swiere klappen oer har sturt. En Alfred hufte mar troch mei de tuolle op har kûnt. 'Do ferdomde idioat, do kring! Ik hie dij al lang ferkeapje moatten, lym fan dij meitsje litte moatten, mei dyn ferriederlike oanfallen.' Klap! Dreun! 'Hjir op dyn ferrekte bealch. Ik slaan dij sa lang dat it bloed derút spuitet.' De tuolle gong op 't lêst stikken. It plankje fleach oer de handerskudden hinne, en alles wat Alfred doe noch yn 'e hannen hie, wie it balkje dêrûnder.

'En no hast dat ek noch brutsen!' rôp Alfred. Dat doe griep er de donggripe. Syn freeslike wurden oer 'dat it bloed derút spuitet' brochten Free fuort dy kears bij de brievebus yn 't sin, doe't syn heit yn omke John syn wein oanriden kommen en derút sprongen wie en him, syn eigen jonge, mei de swipe de dyk nei skoalle ta opjage hie. Dy moarns lang lyn hie syn heit op 'e duvel like. Free koe it net langer ferneare. Hij wipte oer de groeppe hinne.

'Heit!'

'Do ferdommeling!' Dreun. Skopper bleau mar trochgean mei stegerjen en traapjen. 'Der binne allegear triedsjes bij dij los, sis ik dij.' Wer in dreun. 'Do ferdommeling!' Dreun.

'Heit. Toe no. Skopper wit net better. It is mar in earme âld ko dy't sa geboaren is.'

'Se wit bliksems goed wol better.' Wer in dreun. 'Ien blik yn dy eagen fan har en do witst dat it in sekreet is.'

'Och, heit, dat is allinne mar omdat se mei útpûljende eagen geboaren is.'

'Gjin sprake fan. Se is de duvel in kear tsjinkommen, sis ik dij.' Dreun. Skopper skopte noch altyd fûl de hakken omheech.

Ada stie yn 'e doar en sei: 'Wat is dat hjir yn 'e goedichheid foar healwiis gedoch?' Se stoarre. 'O, Alfred.' Har stim sakke in folle oktaaf. 'Do bist toch wol wizer om in âld helpeloaze ko, dy't net better wit, sa te bewurkjen? Do, in lid fan de gemeente fan Kristus?'

Alfred hold op. 'No, Alfred, do bist like gek as dy ko.' Skopper trape mar troch. Alfred woe noch altyd ergens tsjinoan slaan. Even wie Free bang dat er mei de gripe nei syn mem slaan soe. Alfred slokte in kearmannich. Striek doe mei de hân oer it gesicht, ien kear - en wie himsels wer de baas. Hij sette de gripe oan kant. 'Hast gelyk, frou.' Syn stim klonk nuver heas. 'Hast gelyk. Mar sis mij ris, hoe stopje wij dy perpetuum-mobileskopmasine sadat ik it melken dien meitsje kin?'

'Sopper hâldt der grif wol mei op as se fynt dat se har nocht hat.'

‘Lit ús dan mar hoopje datst gelyk hast.’

Alle trije stienen se nei Skopper te sjen. Se wie begûn bij elke traap achterút mei de hakken in stinnend lûd te meitsjen. Der warrelen túchjes om har hinne. Se hie de eagen hast ticht. Op dat stuit begûnen de twillingen yn it fek achter Skopper om molke te grinen. Skopper har dochter antwurde dêrop mei in tryst âljen en fuortdaalk hold Skopper op mei traapjen. En stie wer netsjes op fjouwer poaten. Swier hymjend. Doe, in skoftke letter, stie se wer as fanâlds stokstil. Sûnder noch ien wurd fandele Alfred de twa stikken fan de tuolle op, sloech se wer op de betonnen râne fan de grophe ynelkoar, en kroep wer ûnder Skopper om it melken dien te meitsjen.

‘Bist no net bang fan har?’ frege Ada har ôf. Alfred stiek de holle djipper yn Skopper har side.

Free sei: ‘Heit wit dat se oant de folgjende kear net iens mear mei de sturt slacht.’

‘En dêrfoar hast har sa ûngenadich ôftúgd?’ frege se har noch in kear ôf.

Doe’t se de molke skieden hienen, helle Free twa amerfollen dreagemolke om de twillingen te boarnen. Hij klom dêrmei yn it fek en fong it kealtsje dat it tichtstbij stie. Hij gong strampeloer oer har hinne stean en swaaide ien fan de amers ûnder har noas. Mei de hân tusken de earen op har kop treau er de noas yn de molke. It kealtsje hold de siken yn. Hij fielde hoe’t it smelle boarst stadich tusken syn knibbels opswolde. Doe, bûltsjeblazend yn ’e molke, pûste se alle siken der yn ien kear út, tagelyk de kop út de amer skuorrend. De molke spuite syn spikerstoffen overal derûnder.

‘Heit hat gelyk. Do hast oan it oer dronken en bist bedoarn. No, ik bin net foar ien gat te fangen.’ Hij dipte syn rjochtermiddelfinger yn ’e molke en stoppe dy yn har sachtrubberen bek. Se woe mar al te graach sobje en daalk hie se syn finger helendal nei binnen sûgd. Free treau doe stadich har kop nei ûnderen oant har lippen de molke roerden, mei syn finger noch yn har bek. Hij liet har noch even sobje, sá dat se bij de finger lâns ek selsstannich molke opsûgde. Doe loek er liep stadich de finger werom. Nei sa’n tsien sûch-en-slokbewegings besefte se dat de molke deryn kaam, sûnder dat oerding yn har bek. Se âle mei in nuver smoard geprúst yn ’e molke, skuorde de kop derút en omheech, en griemde sa hast de noch oerbleaune molke.

Geduldich begûn Free wer opnij mei it hele spul. It oare kealtsje fielde ûndertusken mei de noas bij him oft der wat te sobjen wie. Omheechrikkend fûn se in puntsje fan syn reade bûsdoek, dy’t út syn achterbûse stiek. Fuort dêrnei fielde Free hoe’t dy út syn bûse ferdwûn. Dat fielde krekt as it stadich glydskjen fan in slange.

‘Hee do.’ Hij griep krekt op tiid de reade bûsdoek beet. Dy wie al healwei de kiel fan it kealtsje. ‘It is ferduld mar goed dat ik dij net neaken stean te boarnen.’

Hij stoppe de bûsdoek djipper yn syn achterbûse en begûn opnij it earste kealtsje drinken te learen út in amer.

It rierkeal grynde dêr ferskeidene kearen bij. Har mem hearde dat protest en rôp bij har kowestile wei. Se swaaide mei har pynlike achterste hinne en wer, en besocht in blik op te heinen fan wat der mei har skat te rêden wie. Lang om let, heal molke sobjend bij Free syn finger lâns en heal drinkend, hie it earste kealtsje de amer op in tombreedfol nei leechdronken.

‘Sa kin’t no wol de earste kear.’

Hij pakte it oare ammerke en sette it oare rierkealtsje tusken syn skonken fêst. Ta syn ferbazing learde dy fluch. Ienris begûn, gong se út harsels troch mei sûgjend drinken neidat er sunich syn finger weromlutsen hie. Hij wie samar klear mei har te boarnen. Doe’t er wat oerbleaun wie fan de bjist yn de boarntûne lege, foel it him op dat de melkersrântsjes op syn middelfinger der skjûn ôfsobbe wienen.

De sneons dêrnei kaam Alfred thús mei in pear gielbrune kaplearzens foar Free. Dy fûn se direkt moai. Hij hie al lang in pear ha wollen, en hie plaatsjes dêrfan yn de katalogus fan Sears Roebuck oandachtich bestudearre. Hij hold fan it bantsje en de gaspen boppe-oan en it fekje mei in mes oan de rjochterlears. Se pasten sa smûk om syn ankels as in stevige hândruk. Hij krige der it gefoel fan fêst op syn fuotten te stean as er de huterige lânreed ynstrûde om de kij op te heljen.

‘Dy learzens binne foar it poerbêste wurk datst mei Skopper har rier dien hast,’ sei syn heit.

Free ❁ 14

Free droomde der dêrnei fan om in lange broek te krijen. Alle oare jonges yn syn klasse hienen dy al. No wie hij al hast seis foet lang en siet er hast yn ’e fjirde klasse en noch altyd moast er in knickerbocker drage.

Twa dagen foardat de skoalle wer begûn, kaam der oer de post in pakje fan omke Kon en muoike Karen. Iderien kaam der fansels omhinne te stean doe’t Ada dat iepene. It wie wat te lang foar snobbersguod, mar je wisten mar noait. Doe’t Ada it lêste stik floeipapier oan ’e kant tearde, wienen der in pear ferbaasde gesichten om de tafel hinne. It wienen allinne mar wat klean. Der siet in briefke

oan ien fan de mouwen fêstspjelde, mei omke Kon syn prachtige kursive hânskrift.

‘Bêste Ada,

Hjir is in blau pak dat ik amper droegen ha. It is te grut foar mij en it hinget yn myn kast mar yn ’e wei. It moat Free wol passe. Ik hoopje teminsten dat er net sa hurd groeid is! Ik ha der ek noch in grize broek ekstra bijdien. It blauwe pak kin er op snein drage en bij speciale gelegenheden. De grize broek nei skoalle. Sis mar tsjin Free dat wij fan ’e manljusklup him hartlik ferwolkomje.

Omke Kon.’

‘Ferhip,’ mompele Albert. ‘Allinne mar wat klean foar Free.’

‘Niks gjin “allinne mar wat klean”,’ sei Alfred. ‘Dit besparret ús in protte jild.’

‘Earst mar even sjen oft it wol past,’ sei Ada. Se krige it donkerblauwe jaske op en hold it foar Free syn skouders. ‘Dat liket dêr wol ynoarder.’ Dêrnei hold se de donkere broek tsjin syn skonken foar de lingte. ‘Mmm.’

Free frege: ‘Wêrom stjoere se dit krekt no?’

‘Ik ha muoike Karen in brief skreaun oer ús problemen om dij te klaaien.’

‘O.’

‘Na, bist no net bliid?’ frege Alfred.

‘Nee,’ sei Free. Hij fûn de djipblauwe kleur fan it pak wol goed, mar de grize broek wie fan in âldmantsjegriis. Hij woe it ek net bekend ha dat er ôfleine klean fan in omke droech. De bern naaiden út ûnder de beammen. Se woenen wat der no komme soe net meimeitsje. ‘Heden, do hast dat spul noch net iens oanpast,’ rôp Alfred út. ‘Harkje ris even, do grutte omkoal, do ytst wat de pot skaft, hast dat heard? As wij dyn kost en ynwenning betelje sille foar it kommende jier, dan hawwe we domwei gjin jild mear om ek noch in nij pak foar dij te keapjen.’

‘Jim betelje myn kost en ynwenning ergens?’

‘Ja,’ sei syn mem. ‘We tochten dat it it bêste foar dij wie asto dij dyn lêste jier op skoalle op dyn stúdzje konsintrearje koest.’

Dat smiet in oar ljocht op de saak. Wat heal glimkjend, en mei tsjinsin, klaaide er him út oant op syn ûnderklean, en liet er syn mem him de klean oanpasse. It jaske moast fan achteren bij syn mul wat ynnommen wurde. En de skouders wienen wat te breed, mar Ada tocht dat se dy wol wat opfulle koe. Beide broeken wienen te koart bij it omslach en te wiid bij it krús, mar opnij tocht Ada dat se it omslach wol helendal útlizze koe en it sitplak wol wat ynnimme koe. Se gong daalk

oan it wurk, joech mei in krytsje oan wêr't se de feroaringen ha woe, en rôle de Singer naaimasine de wenkeamer yn.

Geregeld rôp se Free om even te passen. Hij moast even wat weislokke, as er seach hoe't syn mem har bêst die om dat pak presys passend te meitsjen. Se hie noch altyd dy prachtige oanwenst om foaroer nei ticht bij de naaimasinenulle te bûgen en de tried mei in hoektosk troch te biten. Bij dat foaroerbûgen seach er dat se de lêste jierren âlder wurden wie. Der sieten lytse tearkes bij har eachhoeken en ûnder har earen. Har fingers wienen breder wurden bij de úteinen en de knokkels rimpelich.

In blik út it noardlike rût werpend seach er dat syn heit, dy de healader oan it meitsjen wie, ek âlder wurden wie. Syn hier wie wat grizich en syn lippen amper mear as in smel streekje.

It slagge Ada noait helendal om it pak passend te krijen. De opfulde skouders fan it jasje en de omslachloaze boksen lieten je tinke oan in gangster út Chicago. De langer makke broek wie toch in tombreed te koart en de boksen flapperen bij it rinnen los om de ankels en holpen ek net om syn grutte fuotten te ferbergjen. Aldergeloks wie syn leeftyd, fyftjin, no heger as de grutste skuonmaat dy't der te keap wie, trettjin.

De grize broek gong it better mei. Dy wie om de mul net sa rom en wat it omslach oanbelange, koe Ada der krekt noch in smel Frânsk omslachje út helje. Dy kamen oan syn skuon ta en flapperen net.

Doe wie it wer tiid om nei skoalle te gean. Mar foardat er dat die, behoffene Ada syn earen. Se draaide mei har finger in punt oan in wiet wasklapke en pluze der wat smoargens út en liet dat oan him sjen. 'Sjochst it wol?' foetere se. 'Skamje dij wat. Fyftjin en do hast hjir genôch smoargens om jirpels yn te setten.' Free besocht om oan har greep te ûntkommen, mar se hold de boppekant fan syn skedel te stiif fêst. Se koe soms krekt sa fûl knipe as syn heit.

Op de Academy like it gjinien op te fallen dat er lang om let in lange broek droech. Hij hearde derbij. Hij gong yn 'e kost bij de dikke Van Arkle, yn it oasten fan 'e stêd tichtbij de katolike tsjerke. De Van Arkles wienen bij de Grutte Tsjerke. Van Arkle wie frachtautosjofeur, en ried mei fee en bargaen nei de slachthuzen yn Sioux City. It wie in fleurige reus fan in fint, al aardich keal, mei in râne hier op earhichte, as bij in mûnts, en fol ôfwaaid praat. Syn frou Gretch wie lang, wat rûngear, mei skrandere grize eagen. Se mocht wol oer de smoarge ferhalen fan har man.

Free hie dêr noch mar amper in wike yn 'e kost lein, of Gretch begûn op te skeppen oer har sûne fokhynst fan in âld heit, dy't twa famyljes oanset en grutbrocht hie – ien fan tsien bern yn it âlde lân, en in oaren

fan alve bern yn Amearika. Syn twadde frou hie faam bij syn earste frou west. Hij hie smucht op har krigen en har oerhelle om mei him oer de oseaan út te naaien. Earst wienen se nei Kanada gien en se wienen doe stikem de grins oerslûpt nei dy poerbêste USA. Wie dat no net in keardel, dan? Hij hie wol foargoed it gebod fan de Heare opfolge om fruchtber te wêze en him te fermannichfâldigjen.

It nuvere fan Gretch wie, dat se yn de garaazje yn de skuorre altyd wat te dwaan fûn, krekt as har kostgongers nei it húske gongen wienen, en dan treau se per ûngelok de doar fan it húske iepen. Je moasten dy doar op 'e heak sette, as sij der wie. It ferlechje wie dan, dat se tafallich wat hout foar de kachel helle of wat oalje foar de lampe, en tocht dat se ... Se hie de minne oanwenst om net altyd har sinnen ôf te meitsjen. Gretch en har man hienen ien bern, in famke fan sân, Darleen, in blond skattich popke.

Der wienen noch trije kostgongers: in Francis Ardman (gjin famylje fan haadmaster Obert Ardman fan Bonnie), Jan Byer, en Lew Rogers. Francis en Jan deelden in keamer op it suden boppe, en Lew en Free op it noarden. Francis, Jan en Lew wienen twaddeklassers.

Francis Ardman die wat aristokratys oan. Hij wie de iennige soan fan in rike keapman en in kreas memmepopke fan syn moaie mem. Hij hie donker krollich heech opknipt hier, bakkeburden, blauwe eagen mei donkere bôgjende wynbrauwen, en útsteande noasgatten. Fuort fan it begjin ôf mocht er Free net bot lije.

Jan Byer wie fjouwer jier âlder as Francis. Hij wie ien fan dy keardels dy't in skoftke bij de boer arbeide hienen neidat er fan skoalle kommen wie; hy hie dêr neat oan fûn en woe wer nei skoalle. Syn heit hie einlings tajûn en him nei de Academy gean litten, mits er mar learaar wurde woe, in wurker yn de wyngerd des Heare. Jan hie tin brún hier en sei grapkjend dat er wierskynlik mear hier yn syn noas hie as op syn hele holle. Hij hie wat rêstichs oer him. Hij wie earnstich, deeglik, en hie it yn him om it op 'en doer langer fol te hâlden as al dy hippe pyntere jonges. Hij bewûndere iepenlik grutte skrandereens, mar wie bij himsels fan doel om dy knappe koppen yn te heljen en te ferbetterjen. Hij mocht Free wol en kaam foar him op as Francis him narje woe.

Lew Rogers wie oars. Dy wie tweintich en in emigrant út it âlde lân. Hij hie ek in ferhaal oer hoe't er útnaaid wie út it lân en nei Kanada gien wie, yn syn gefal om net yn tsjinst te hoege. Nei in jier yn Kanada wie er it hele ein fan Winnipeg nei Pembina rûn, en wie er op in nacht troch in stik lân de grins oerstutsen. Hij wie bij de grutte diken weibleaun oant er bij Grand Forks wie. Dêrwei hie er in lift fan Van Arkle krigen, dy't him ellindich en kâld lâns de dyk stean sjoen hie. Lew hie ôfhingjende skouders en earms as fiskefinnen. Hij rûn as

in goes. Der siet in bewyske fan in hazzelippe ûnder syn grouwe noas. Syn glinsterjende eagen hienen de oanwenst om har op jo adamsappel te rjochtsjen. Hij seach derút as hie er krekt it slimste oer jo heard, stellerij, oerhoer, brúnwurkjen. Hij hie flapearen, omdat er dêr almeast dûbelteard op lei te sliepen, en de boel netsjes achterlitte wie te min foar him. Hij sei dat er fan heech komôf wie en dat net hoegde te dwaan, krekt itselde as wat beppe Engleking altyd oer harsels sei.

Wylst Free en Jan en Francis soa no en dan graach wat kletse mochten, siet Lew leaver oan syn buro yn syn keamer biografyen te lêzen fan manlju lykas Napoleon Bonaparte, of Otto von Bismarck, of Aleksander de Grutte. De trije jonges moasten gauris wat om Lew syn frjemde manieren glimkje. Francis sei dat it him helendal net ferbaze soe as de grutte Lew Rogers fan doel wie om op in dei in Amerikaans hierleger op te rjochtsjen en dan werom te gean nei it âlde lân en dat dan te feroverjen, foaral omdat it him mei skande fuortjage hie.

Op in jûn nei skoaltiid frege Gretch Free om har te helpen. Har man wie wer fuort op ien fan syn frachtautoreizen en se hie de hele middei besite hân, en wie dus achter mei it wurk. Se joech him de koer en de amer en sei dat it heel aardich wêze soe as er foar dy nacht de brânstof helje koe, maiskolven foar de keukenkachel en koal foar de fulkachel yn de wenkeamer.

Free stie de koer mei kolven fol te goaien, doe't de lytse Darleen neist him kaam te stean. Hij wie nochal kjel te fernimmen dat se de hele tiid al yn it skuorke stien hie en stil nei him stien hie te sjen. Se seach him ferliedlik oan en ferklearre: 'Ik wit wat jim as jonges dogge.' Doe loek se har rôze ûnderbroekje del en sei: 'Ast hjir yn mij pissest, krij ik in baby.'

Free stie fersteld.

'Ik ha sjoen hoe't heit dat mei mem die. Se hienen sa'n wille.' Free wist noch goed hoe't dat mei him en dat famke fan Westham, Dodie, gongen wie. Yn 'e buert fan lytse famkes koe in âldere jonge mar better oppasse. Memmen koenen faak erchtinkend wêze as grutte jonges te gemiensum waarden mei har famkes. Krekt op dat stuit pakte ien oan de bûtenkant fan it houtskuorke de doarklink beet en rattele deroan. De doar siet fêst. Ien hie oan 'e binnenkant dy doar tichtskoattele. Free wie opnij ferbjustere. Hij wist seker dat er dat sels net dien hie. Fluch seach er Darleen oan, dy't in ûndogense blik yn 'e eagen hie. Sij hie dat dien. Hee, dat smoarch fanke. Se moast dat dien hawwe wylst er dat bij it lawaai dat er makke hie bij it yn 'e koer smiten fan de kolven net heard hie. God noch ta, wat no?

'Lit mij deryn!' rôp Gretch wyld dêrbûten. 'No direkt!' Se skodde oan de doar. Rattele dermei. Darleen loek har broekje omheech.

‘No lit mem mij miskien mei dij trouwe.’

‘Wat dogge jim dêre?’ rôp Gretch. Mei beide hannen raamde se fûl oan ‘e doar. Free besleat as de wearlich dat er mar it bêste yngean koe op wat der feitlik gebeurd wie. ‘Darleen,’ rôp er skerp, ‘hoe ferwachtest no dat ik de kolven nei bûten sjou ast hieltyd de doar op ‘e skoattel strykt?’ Hij besleat om ek Darleen har gesicht te rêden oer dat pisje-yn-mij-gedoch. ‘Ast net ophâldst mei dy kluchten, sis ik it tsjin jim mem.’

Dat holp. Nei him earst mei fergrime blauwe eagen oanstoarre te hawwen, makke Darleen de doar los.

Free griep fluch mei beide hannen yn ‘e kolven, fulde de koer oan boppen ta en tilde dy op. Gretch spatte de doar yn en tilde har famke op. ‘Wat diesto dêr?’ Doe seach se Free op har ôfkommen. ‘O.’ Se gong oan ‘e kant om him troch te litten. Se snibbe tsjin Free: ‘Hat se dij echt lestich fallen?’

‘No ja, it is wat in lyts krinkje. Mar hindert neat, hear.’

Gretch snuorre Darleen ta: ‘Hast Free lestich fallen?’ De stymske driigjende blik ferdwûn út Darleen har eagen en even letter, prûljend, begûn se te skriemen.

‘Ik woe niks ûndogensk dwaan, mem.’

‘Undogensk? Undogensk?’

Free sei: ‘Se bedoelt, dat se mij opsluten hie om mij te pleagjen.’ Gretch skeat in blik as in tongerwolk fan Free nei de krún fan Darleen har blonde kopke en wer werom nei Free.

‘O. Goed. Mar do bliuwst út dit skuorke as Free wat foar mij ophellet, begrepen?’ Se skodde Darleen hinne en wer.

Gretch bleau erchtinkend. Bij it iten tsjinne se âlde seane jirpels op dy’t amper opwaarme wienen. As neigesetsje tsjinne se yn in plat pantsje ien inkelde heale par op. De oare trije kostgongers begriepen net wat der te rêden wie. Se hie dêr ek in soad haast bij, en rikte op ‘t lêst sels al nei de Bibel, en begûn dêrút te lêzen, noch foardat se it neigesetsje ophienen. Free woe him net haaste. Hij wie noch oan ‘e gong mei syn heale par, doe’t se de lêste twa fersen lêzen hie.

‘Jo meitsje mij de tafel ree foar de eagen fan myn benearders. Myn beker rint oer. Ik sil in fêst plak hawwe yn it hûs fan de Heare.’ Free skepte it lêste hoekje fan de par op en lei de leppel dwers oer it board.

‘No Free,’ sei Gretch, en se klapte de swarte famyljebibel ticht. ‘En no hie ik tocht datst better witte soest, as der út de Bibel lêzen wurdt.’ Free seach har kalm lyk yn har gesicht. ‘Dat is nuver. En no haw ik altyd tocht dat it ûnfatsoenlik is om út de Bibel te lêzen wylst der noch ien sit te iten.’

Gretch hie him wol mei de swarte Bibel in reis ferkeapje wollen.

Jan, Francis en Lew seagen him mei in swym fan bewûndering oan.

‘No,’ sei Gretch op ’t lêst, ‘lit ús dan mar bidde.’ Se sleat de eagen en die de hannen gear. De Van Arkles bidden almeast stil oan tafel.

In pear jûnen letter wie har man wer thús en klearre de loft wer op. It jûnsiten hie noch noait sa goed west. De grouwe Van Arkle mocht graach syn fet ûnderhâlde en Gretch die har bêst foar him. Hij wie in weromkommen held en siet fol ferhalen oer syn tocht nei Faith, Súd-Dakota. De kostgongers profitearden fansels ek fan Gretch har royalens. Bakte jirpels mei boerebûter, sipels op rjemme, earten op rjemme, dobbelstientsjes swiete augurken, thúsbakke bôle mei bûter en ynmakke prommen, en thús ynleine hele parren yn in grutte kom. Se ieten allegear oant har de wangen gloeiden en har eagen priken.

Doe’t Jan, mei de eagen rôljend, Gretch in kear ûnderfrege oer al dat geweldige iten sei se, mei inselde eachbeweging, yn dat gefal nei har man: ‘As je fûl arbeidzje, moat’ jo dy grutte tean fuorje.’ Al gau dêrnei gongen Van Arkle en de jonges yn ’e wenkeamer sitten, dêr’t er trochgong mei syn sterke ferhalen. Mei syn ûnbidige keale plasse, grutte komkommerlippen en riezelhurd liif, syn mânske sprate billen yn in fersliten broek oer in rom bemetten lytse man hinne, like er op in Saksise baron dy’t weromkommen wie fan in streuptocht yn in lân dat oerfloeide fan molke en huning. Hij hie it oer in meagere, troch waar en wyn útdroege cowboy dy’t it ferpofte om fan syn hynder te kommen om in stek te meitsjen. ‘Ik bin net fan doel in gat te graven, foar gjinien net. Ik doch gjin graafwurk.’ Haha.

Gretch kaam nei it skûtelwaskjen bij har man en de jonges te sitten. Se hie in geile blik yn har glinsterjende eagen en woe hieltyd wer hearre oer de ferskillende betsjinsterkes dy’t er troffen hie. Har man wuifde sok praat fuort mei in rôljen fan syn grutte blauwe eagen en fertelde dat er in skieppehoeder troffen hie dy’t Mark Twain lêzen hie. ‘Jawis. In komplette útjefte fan syn boeken. Twa kear.’ Dat fûn er ien fan de wrâldwûnders. It slagge himsels mar amper om ienkear yn ’e wike it krantsje fan Hello te lêzen.

Doe’t har man hieltyd wer har fragen oer betsjinsterkes ûntwiek, pakte se úteinlik in mjitlatte fan har naaimasine en pjukte him dêrmei om syn oandacht te lûken. Doe’t er noch altyd net reagearde, leunde se foaroer op de râne fan har stoel, mei de skonken útinoar oant har billen boppe de knibbels te sjen wienen, en stiek de ein fan de mjitlatte tusken syn billen en de stoel, en begûn de latte hinne en wer te lûken. ‘Nnn, n-nn, do,’ ljuente se, mei in wiete ûnderlippe. Har man like dat net te fernimmen. Hij ûnthelle syn kostgongers op in nij ferhaal, oer in fint dy’t it hele boek Job fan achteren nei foaren opsizze koe. ‘Stjerrende wier.’ Syn keale plasse glom as in oppoetste spikkeltsje-appel.

Bij dat skouspul sieten de jonges har op har stoel te sjenearen. Free hie noed dat dy pjukkende latte bij Van Arkle in fitaal deel reitsje soe. Darleen hie dêr mei har wize blauwe eagen nei sitten te sjen. ‘Heit, as heit fannacht syn sie yn mem stoppet, wol heit dan in lyts broerke foar mij meitsje, asjeblyft?’

‘H’n?’ murk Van Arkle lang om let op, en hij skerme mei syn grouwe earms. ‘Wat krije we no? Myn lyts famke wit sokke dingen no al?’

Alle fjouwer jonges sloepen fuort nei har keamers.

Free en Lew sliepten yn de sliepkeamer boppe dy fan Van Arkle en syn frou. Ergens yn de nacht waarden se wekker fan in regelmjittich hompend lûd ûnder har. Har kostbaas wie blykber op Gretch har sadel klommen en fjouwere der mei har op los, op wei nei rom en gloarje. De bêdfearren pipen dat it in lust wie, de latten kreaken, de izeren tsjiltsjes kriesden yn har glêzen hâlders. It wie alderferskuorrend.

Lew flústere yn it tsjuster: ‘Jonge noch ta, it heart krekt as hawwe ús hear en gebiedster de measte wille.’ Lew wie der grutsk op dat er al sa goed Ingels koe.

‘Ja. Te hearren oan it lûd binne se twillingen oan it meitsjen foar Darleen.’

Lew maneuvele wat om oan syn kant fan it bêd, krekt as wie er in ko oan it strûpen. ‘Op in dei,’ mompele er, ‘as we troud binne.’

‘Do net mei mij,’ sei Free, en hij gong sa fier as mar koe bij Lew wei lizzen. It bonkende lûd ûnder har gong troch.

‘No, hij hat wol heel lang wurk om bij dy heuvel op te kommen,’ mompele Lew, dy’t mar tusken de lekkens trochrisseljen bleau.

Dy rare bewegings fan syn bêdgenoat waard Free mislik fan. God noch ta.

‘Ja, al dat drege iten is noch net helendal oan syn grutte tean takommen.’ Op ’t lêst klonk der yn ’e sliepkeamer ûnder har in kreunen fan grutte nocht.

‘God, God noch ta,’ stinde Lew op syn beurt. ‘Dêr sit dat iikhoarntsje einlings yn ’e falle.’ Hij gisele op bêd om. Hij koe it net ferneare dat de Van Arkles de measte wille hienen en hij net. Hij like te prebearjen de ko tagelyk te strûpen en fan him ôf te triuwen. Doe bedarre bij ien fan syn kwelde spinpoataksjes syn bleate achterwurk rjocht foar Free syn noas. Dy hie syn bêdgenoat bij syn rûntsjemearren safolle mooglik ûntwykt, en wie op de bûtenste râne fan it bêd lizzen gongen, op de seame fan de matras sels, dêr’t dy hurd wie en yn syn heup en skouder snijde. En hij hie ek besocht om te bearen dat er neat ûngewoans fernommen hie. Mar doe’t Lew syn grouwe folfretten goes fan in achterwurk mar in pear tombreed fan syn gesicht ôf

opdoek, wie him dat oer en tefolle. Hij hie skjyn syn nocht en stiif fan lilkens rôp er yn it tsjuster: 'Kristus noch ta, Lew, helje dyn ferdomde stjonkende skiter bij myn gesicht wei.'

'Wat? O.' Stoefe stilte.

Free skode noch wat bij him wei. En rûgele mei in smak fan 't bêd ôf. Yn 'e sliepkeamer ûnder har waard it ôfgryslík stil. Lew bongeले wer nei syn eigen helte fan it bêd en bearde dat er sliepte as in roas. Free besleat om ek mar neat te sizzen. Hij fandeले syn bonken bijinoar en kroep wer op bêd.

De oare moarns seach Gretch de hele tiid stikem nei de jonges. Se wie bang dat se heard hienen hoe't sij en har man derop los gien wienen. Mar de jonges geaten net oars as oars tsjokke sjerp oer har pankoekeन hinne. Boppedat, mei dy grouwe pankoekeन dy't se altyd optsjinne op de moarnen dat har man thús wie, hienen jo ek net folle praat. En Van Arkle bearde fansels as wie er krekt út 'e kabine fan syn reade frachtauto stapt, noch wat lichthollich fan in lange drege rit ergens hinne.

Op de jûn fan Halloween besleaten Free, Jan en Francis om even de stêd yn te gean en te sjen wat de lokale dogenieten útheve soenen. Se fregen Lew om mei te gean, mar dy wuifde har fuort mei de opmerking dat er wol wat betterers te dwaan hie, lykas de nije biografy lêze fan Napoleon Bonaparte, dy't learaar Ralph him liend hie. Se seagen hoe't ferskillende binden jongkeardels in buggy boppe op de First National Bank setten, en in maistersker boppe op de nôtsilo, en in libbene âljende tsjinakseljende bolle op it koöperative suvelfabryk fan Hello. Om de flagepeal midden yn de winkelstrjitte leinen al bulten troep dy't út de dwinger yn it westen fan 'e stêd helle wie.

Doe't de trije jonges nei har eigen strjitte weromrûnen, seagen se de jonges fan Hogan de steech nei de skuorre en it húske fan Van Arkle ynslûpen. De Hogans wennen nêst de Van Arkles. Jan hold de hân omheech. 'Even sjen wat dy twa apen fan plan binne. Dy twa famyljes kinne helendal net sa goed opsjitte. Van Arkle en dy âlde Jim steane altyd nei elkoar te baltten út it keukensrút wei.'

Alle trije kroepen se wei achter in rige seringeboskjes. De blêden fan de seringен wienen noch grien en glommen yn it swakke ljocht fan de foardoar fan de katolike tsjerke.

De twa Hoganjonges, Sean en Pat, krekt fan de high school ôf, wienen ek yn 'e hoksen sakke achter it húske fan Van Arkle. Francis flústere achter syn hân: 'Wat soenen se yn har skyld fiere?'

'Dat wit ik tink wol,' sei Free. 'Se wachtsje dat Van Arkle syn middernachtlike stoarting deponeart.'

‘Hoe witsto dat?’

‘Om de tiid hinne dat iksels nachts even nei de poalstjer sjoch, giet Van Arkle faak even sitten om lekker even allinne te kakken.’ Hij hie noch altyd de oanwenst om nachts in kear fan bêd te kommen om te wetterjen. Dat kaam noch fan de tiid dat syn heit him fan bêd helle om te helpen bedsjepisser Everett ek pisje te litten.

‘O, jonges,’ lake Francis, ‘dan sjogge we aanst miskien in goede grap.’ En jawol hear, nei in pear minuten kaam Van Arkle út ’e hûs oanwaggeljen nei it húske ta. Hij hie sa syn eigen wûnderaardige manier om bij it rinnen de swiere knibbels nei bûten te draaien. It sunige ljocht fan de katolike tsjerke skynde oranje op syn keale plasse. Hij rûn yn syn toskten te pjukken en hie der sin oan om even rêstich allinnich te sitten. Hij smiet de tosketoker fuort en treau de húskedoar iepen. Hij moast der sydlings ynstappe om deryn te kommen, en die de doar net ticht. Der klonk in swiere sucht fan ferlichting doe’t er op it grutte gat delstrieke.

‘No,’ flústere Francis. ‘As sij –’

Op dat stuit draafden de Hoganjonges op teannen nei de achterkant fan it húske en setten, elk oan in hoeke, de skouders dertsjin. Mei in nuver krassend lûd skuorde in hânfol spikers mei tsjinsin út har hâldfêst yn it hout, en it húske begûn om te tearen.

‘Hee dêr!’ rôp Van Arkle mei smoarde stim. ‘Wat bliksem is mij dat hjir?’

De Hoganjonges raamden noch in kear, swijend, mei ferlutsen gesicht. It húske foel om op de doarkant. De Hoganjonges naaiden net nei har hûs út om har te ferskûljen, mar nei de Gelderse roazestrûkjes fan de widdo Fern Daling, dy’t oan de oastkant fan de Van Arkles wenne. Der klonken ferskeidene smoarde gjalpen binnen yn it húske en der waard omraak stommele en yn omkladdere.

De trije jonges harken mei stadich fierder iepenskuorde eagen. Se sieten presys op it goede plak om nei de ûnderkant fan it omsmiten húske te sjen. Se seagen heel dúdlik de ûnderkant fan de trije gatten, de grutte foar de heit, de middelste foar de mem, en de lytse foar Darleen. Fan de râne fan de heite- en memmegatten rûnen nei alle kanten smoarge fegen.

Der klonk wer lûd gestin, en doe ferskynde ynienen Van Arkle syn mânske keale plasse troch de midden fan it memmegat. Hij like krekt koaning Hindrik VIII mei in goare rûfeltsjekraach om ’e grouwe nekke. Syn mûle skuorde âljend iepen. ‘Jim ferdomde smearlappen! As ik jim oait yn myn kloeren krij ... help mij, Kristus noch ta!’ Syn rjochterfûst ferskynde yn it heitegat en syn linkerfûst yn Darleen har gat, en hij skodde se tsjin de wrâld. ‘Ik fermoardzje nochris ien hjirom!’ Mei

syn heve fûsten like Van Arkle dêrnei op ien of oare amtner út New England dy't om watfoar reden dan ek yn it blok set wie, en dêr sa lilke as in wiete hoanne om wie. 'Want dy kringen fertsjinje dat nei wat mij hjir oerkommen is. Halloween – godfer!'

Free, Francis en Jan beseften dat se as de wearlich fuort wêze moasten. Alle trije koenen se it laitsjen hast net ynhâlde. Se kroepen de seringeboskjes út en snjitten it gers oer nei it hiem fan widdo Fern, en foaroerdravend skeaten se de strjitte oer en sprongen se oer in stek in maisfjild yn. Elk draafden se in fuorge yn, oant se der wis fan wienen dat gjinien har hearre koe, lieten har oer de hultelige grûn falle en gûlden it út fan it laitsjen.

Ungefear in oere letter befriide de gemeenteplysje mei in pear buorlju Van Arkle út syn húske.

Free * 15

Gretch frege Free om bij de slachter wat bargekarbonaadsjes te heljen. It wie nei skoaltiid en hij siet yn in sporttydskrift in artikel te lêzen oer Babe Ruth, dy't de ôfrûne simmer sechtich homeruns hân hie. Dy hie syn âlde rekord fan njoggenenfyftich fan seis jier earder yn 1921 brutsen. Free woe dat artikel net graach oan kant lizze, mar hij fûn dat er Gretch wat ferskuldige wie. Fronselynd pakte hij it dollarbiljet oan dat se him joech en gong sûnder in wurd fuort om dat fleis op te heljen.

Gewoan foar de grap en om in oare rûte nei it sintrum te nimmen, stiek er de strjitte oer en gong oer ferskillende achterhiemen hinne, oant er bij de strjitte kaam dêr't Ada Shutter wenne. Sij en Margaret Newinghouse leinen yn 'e kost yn it lêste hûs oan de súdkant fan de strjitte. Margaret wie in suster fan Josie Newinghouse dy't destiids op de pleats bij mem te útfanhúzjen kommen wie. Se glimke Free altyd freonlik ta. Hij mocht wol oer har en glimke soms werom. Mar Ada hie er leaver. It iennige probleem wie dat dy him sels gjin sprút oandacht skonk, as er besocht har op skoalle yn 'e eagen te sjen.

Ada hie koart oer har foarholle kjimd hier, yn in ponny dy't oan har wynbrauwen ta bôge. Mei de holle foaroer joech har dat in o sa sedich uterlik. Toch rûn se mei in krachtige stap. Se wie de bêste oanfalster fan it famkesbasketbalteam, en se koe drave. Se hie in kear bij in weddenskip Tony Streetman fan it sintrum nei de Academy der finaâl útdraafd. Se rûn direkt fanút de heupen, as in man, en hie moaie spierde skonken, en moaie folle boarsten. Mar dy healtichte blik fan har koe er net teplak bringe. Free slofte djip yn gedachten, mei de eagen nei de grûn, nei de slachter.

Hij rûn ûnder in dûbele rige hege jonge waaibeammen troch. Dat wie krekt in gong, mei it trottoir presys yn 'e midden. De taaie blêden wienen krekt giel wurden. De sinne wie oan de ein fan de strjitte foar him al hast ûnder en it ljocht dêrfan bloeide op de ûnderkant fan de waaibeambledsjes. It fergiele ljocht snjittere yn gouden buoikes oer him hinne. Sels it trottoir feroare dêrtroch yn goud. Der siet sels in bewyske read yn it giele ljocht, wat syn swaaiende hannen in sûne gloede joech. It lûd fan de risseljende bledsjes yn it jûnssigentsje wie as de tafallige akkoarden fan in learen wynmobyl. Hij besefte dat er in leantsje fol skientme delpandere. It wie as rûn er yn in sonnet fan Shakespeare. "Dy tiid fan 't libben sjochsto mij no yn, / As giele blêden, soms mar lyts yn tal, / Oan klomske tûken rilje yn 'e wyn, / In suterige koarbank, yn fersal."

Hij kuiere stadich fierder. It like as trêde er in gouden momint binnen. Der bloeide in dei fan it oardeel om him hinne. Der stie him in hearlike iepenbiering te wachtsjen. Ferwûndere, bedwelme, seach er op om te sjen wat der te gebeuren stie.

Dêr wie se. Ada Shutter. Mei har sedige healtichte eagen. Se rûn nei hûs ta, fan de oare kant de gong fan fergiele waaibeamblêden yn rinnend. Se wienen mar tegearre yn dy gouden leane. Har grize eagen seagen him rjocht oan. Om har reade lippen spile in glimke. Dy liken dêrtroch op in pear kersen. Soppich. Se droech in donkerblauwe rok en in ljochtblauwe blûze. Oan har fuotten hie se lichte sandaaltjes. Har glimkjen wie sa, dat se sjen liet dat se him ditkear ris aardich fûn. Hij seach in bewyske fan har toskjen. Sij slintere ek. Bij elke stap weefden har sterke lea, yn it bysûnder har stevige kûten, fearjend hinne en wer. Fan de ûnderkant fan de taaie giele blêden wjerkeatst sinneljocht streake oer har brune hier. Dêrtroch like it as wie dat troch de simmersinne blond brând.

Ada.

Har namme te sizzen wie as seinen jo jo earste bernewurdsje.

Hij harsenskrabe bij himsels om wat te sizzen, wanhopich, wat dan ek, om dat earste knopke fan in glimke ta in roas opbloei te litten. Mar it iennige dat him tebinnen sjitte woe, wienen in pear wurden út *De Fekke Nuet*, fan Shakespeare. Hij hie alle boeken fan de skoalbibliteek út en wie koartlyn mei Shakespeare begûn. "Ik hie noch noait dat spesjale gesicht oanskôge dat ik boppe alle oaren foar kar naam." Mar dy wurden wienen net echt tapaslik.

Hij bidde: 'Lit mij wat dwaan dat presys goed is. Ik wol har oanreitsje.' Syn fuotten droegen him noch altyd nei foaren. Hij fieldie hoe't it goud fan de waaibeambledsjes syn gesicht opljochtsje liet.

Har kreaze skonken droegen ek har hieltyd fierder. Har eagen rûnen

fol mei blau. Se begûn, bij it tichterbijkommen, wat breder te glimkjen. Dat noege him út om har mei in groetsjend wurd oan te kommen. In tapaslik wurd.

Hij foarme syn lippen ta in wurd.

Se wienen noch sa'n tsien stappen bij inoar wei. Har holle gong omheech. Har hier swaaide omheech fan har rôzige wangen. Se seach him lyk yn syn eagen; doe nei syn lippen.

Hij besepte dat er der mei syn nei foaren pûljende lippen healwiis útseach, wylst der gjin lûd útkaam. Hij biet op syn lippen. Se seach syn toskten yn syn lippen sinken. Har begjin fan in glimke ferdwûn opslach. Har holle gong wer foaroer, it hier glied har wer om de wangen, en de healtichte ûntagonklike blik wie wer werom yn har eagen.

Se rûnen elkoar foarbij. De hakken fan har brune sandalen makken in sacht klikkend lûd. De sinne gong ûnder. Der glied in skaad ûnder de dûbele rige giele populieren. It gouden momint wie foarbij.

Hij woe him omdraaie, en achterom sjen, en har namme roppe. Mar doarst it net. Toch wie er op in wûndere en idioate manier loekkich. Hij azeme hearlike lucht yn. No wist er wat it libben ynhold.

Wylst er trochrûn nei de slachter, seach er har foar syn geasteseach wer, hoe't se op him ta kuiere, it mei goud oanstipte hier achteroer, de eagen sa blau, mei de bij elke stap wat opboljende kûten. Hie er har mar krekt sa oanglimke as sij him dien hie.

Ada.

Wat in prachtige namme foar in famke. Sels as dy deselde wie as fan syn mem. En miskien wol krekt dêrom.

Hij helle it fleis bij de slachter en gong werom. Oer deselde strjitte. Hij rûn de leane mei de mooie waaibeammen del. It tsjuster hie in helder rustbrún oer de wrâld flijd en de giele waaibeambledsjes hongen as timpere goud. It jûnssigentsje wie ek lizzen gien en boppe him risselen inkeld noch hjir en dêr even wat bledsjes. Hij seach nei har kosthûs, in bungalow fan ien ferdjipping, sachtgiel opferve, mei netsjese wite kesinen. It dak wie blau, en oan de strjtkant wienen de rolgerdinen al ticht.

Der kamen him rymwurden yn 't sin, doe't er nei syn eigen hûs trochrûn. "Dat bysûndere gesicht, myn moed sa licht; blauwe eagen, bledsjes weagen yn 'e wyn; Ada út it dromelân, hoe kaamst mij oan." De wurden betsjutten net folle, mar wjerklonken yn syn holle as in prachtich wynmobyl.

Hij sweefde it hûs yn en joech Gretch har fleis oer.

'Hee, wat is der mei dij te rêden? Do sjochst as hiest in oerhaal hân.' Hij hie begrutsjen mei Gretch Van Arkle. Fergelike mei Ada stonk se.

'Hast soms in spoeck sjoen?'

‘Nee.’ Hij haaste him bij de trep op. Dêr siet syn keamergenoat Lew rjocht foar syn buro, mei de hânpalmen tsjin de sliepen, en de earmtakken op it floeipapier fan syn buro. Hij seach net op fan syn boek oer de moderne skiednis. Free joech him del foar syn eigen buro en knipte de burolampe oan. Hij kwattele gau de wynmobylnurden del, foardat er se fergetten wie, en stoarre nei dy wurden. Der wie in twadde ding mei him gebeurd dy deis: hij wie in dichter. In jongeman hie syn famke fûn en wie dus dichter wurden.

Hij seach foar him nei dêr’t Lew fûl oan syn buro siet te lêzen. Dy droomde grif fan de dei dat er de wrâld feroverje soe. No, Lew wie net de iennige idioate dromer yn dat hûs. Wylst Lew yn syn ferbylding mei in swurd de wrâld ferovere, soe hij, Alfred Alfredson VII, de wrâld mei wurden feroverje.

Nei iten tsierden Lew en Jan oer de fraach wa’t de grutste wie, Napoleon of Aleksander. Se sieten boppe op de oerloop om in houtkacheltsje hinne, mei de fuotten op de nikkelen kachelsrâne. Lew wie helendal foar Napoleon. Dy wie net allinne de gruttere taktikus op it slachfjild, mar wie ek de revolúsje begûn en hie sa de universele demokrasy op glee holpen. Jan pleite foar Aleksander. Dy wie krekt sa’n goede generaal, en hie dêrbij ek noch de doe bekende wrâld helleniseard. As hij der net west hie, dan hie Napoleon him noait oppenearre mei syn heldedieden.

Nei in skoftke ekskusearde Free himsels en sei dat er bûten even nei de poaltjer sjen woe.

Ienris bûten, mei de kraach fan de brune learen jas om de earen lutsen en de blauwe mûtse oer de eagen, kuiere er de strjitte út nei dy fan Ada. Hij stoppe achter wat seringens tsjinoer har hûs. De rige wylgen bijlâns sjend oan de oastkant fan Ada har hûs, seach er dat it gerdyn foar it lêste rûn noch omheech wie. Der brânde ljocht yn de keamer.

Dat wie Ada har keamer. Dat koe net misse. Hij rûn skeanoer nei de hoeke fan de strjitte om better de keamer ynsjen te kinnen. Hij seach in foto op de fierste muorre. Dêr stienen beammen op. Hij stiek de strjitte oer. Gelokkich wie dêr in iepen plak sûnder huzen of boskjes dy’t it útsicht benamen. Hij rûn de sydstrjitte noch in pear stappen yn en begûn it stal fan in famke oan in buro gewaar te wurden. Se siet ûnder de foto mei it gesicht nei de muorre, sa’t Lew ek altyd siet, mei de hannen tsjin de sliepen, earmtakken op it buro. Dy hâlding ferbaasde him. Hij hie altyd miend dat fanatikelingen en masterspopkes sa learden.

Hij hold boppe in lytse dûker stil. Dêrwei hie er in dúdlik útsicht op de keamer en it sittende famke. Achter har stie in bêd mei in wite siden sprieder. Yn ’e hoeke stie in ladekast mei in spiegel.

Ynienen skodde it famke, mei in beweging omheech en achteroer mei de holle, har hier nei achteren. En gong doe wer troch mei learen. Har brún hier glied wer foaroer oer har gesicht. Ada. Gjin twivel oer mooglik. Hij stoarre nei har oer it iepen fjildsje. Stie as ferstienne. Gjin wûnder dat se allinne mar hege sifers helle. Krekt as syn keamergenoat Lew. As jo Jan en Francis leauwe mochten, klasgenoaten fan Ada en Lew, dan wienen dy twa fertiisd yn in striid op libben en dea om de heechste sifers fan de klasse. Lew prate noait oer Ada. Mar as hij wist dat syn keamergenoat fereale wurden wie op har ... as Lew oan ien de pest hie, dan hie er dat ek goed.

Der kaam in auto út it sintrum op him ôf. De koplampen strieken bij de waaibeambledsjes lâns en makken dêr in miljoen giele klokjes fan, dy't allegear stil yn de ûnbeweechlike nachtlucht hongen. De auto ried oer in hobbél op in krúspunt en de striel ljocht sage op en del troch de waaibeammen hinne. Hij ried nei it plattelân oastlik fan 'e stêd. Noch even en hij soe yn de brede ljochtbondel stean. Omdat er net betrape wurde woe as rútsjestrûner, doek er wei yn it gers en makke himsels sa plat as mar koe. Hij bidde dat syn hakken net te sjen wêze soenen.

De auto knerpe oer de grintstrjitte, skeat oer de hobbél fan de krusing en ried nei it oasten. De koplampen heinden noch mear waaibeammen op in heger stikje lân.

Dat wie op it nipperke. Hij woe soks net wer en kronkele de oare kant út. De dûker, sa ûntdiek er, wie breed genôch om deryn te krûpen. Hij mike der trochhinne om te sjen oft in stjonkdier dêr net in nêst makke hie. Der wie neat. Mei de fuotten earst skode hij der achterút yn oant allinne syn holle en earms noch te sjen wienen. Der lei in laachje sacht sân fan sa'n tombreed dik op de boaiem. Om de iepening hinne wienen pôltsjes gers heech genôch om syn holle en earms foar sels de skerpste koplampen te ferskûljen. Hij lei de earmtakken op de lytse delta fan sân en it kin op 'e hannen.

Hij koe Ada dêr sels noch better sjen. Dy hoeke wie suver perfekt. Salang't it net reinde, hie er in perfekt skûlplak om nei har te sjen.

Hij hold fan hoe't se har hier koart knippe litten hie, fan de ponny foare oant de opknipte lokken achter. Sels mei de holle foaroerbûgd bij it learen, siet se o sa rjochtop. De welving fan har boarsten hie in soad fan dy fan Winifred. Dy fan syn mem wienen fuller.

It siet him wat dwers dat se sa fûl siet te learen. Lew hie syn redenen om dat te dwaan. Lew moast de skiednis kenne, as er de wrâld feroeverje woe. Mar wat soe it Ada baatsje as se sa hurd wurke? Miskien wie se gewoan in braaf oppassend famke, dat graach har bêst die foar har âlders. Hij hie trouwens leaver hân dat se plat op it liif, mei de fuotten yn 'e loft tyspeljend, op bêd in roman lein hie te lêzen. Learderige minsken

wienen net noflik om mei te libjen. Se liezen boeken om goede sifers te heljen, net omdat se dy moai fûnen. As jo derfan holden om wat gewoan foar de aardichheid te dwaan, dan koenen jo der in soad nocht oan belibje om dêr mei in maat oer te praten, en dat koe sels wat nije ideeën opsmitte.

Hij suchte.

It wie waarm binnen yn de dûker. De learen jas fiele lekker oan oer syn skouders. It sân ûnder syn earmtakken roek nei in simmerrivier. Even tocht er dat er modderskylpodden roek, lykas de dieren dy't er mei syn heit nei dy wolkbreuk omkeard hie op de kant fan de rivier. Dat earne famke fan Hoffman. Ferdronken. Hij frege him ôf hoe't se der útsjen soe yn har grêfkistke op it begraafplak fan Bonnie. De grêfwjirmen soenen no njonkelytsen wol allinne mar in rychje smelle bonkjes oerlitten hawwe, in holle skedel, de ûnderkaak los, holle eachkassen dy't nei de ûnderkant fan it kistelid stoarren.

Hij besocht him foar te stellen dat er Ada ergens trof. Fansels, hij soe noait wer sa gelokkich wêze om har wer yn dy gong fan gouden waaibeambledsjes tsjin te kommen. Nee, miskien tusken lesoeren yn, yn de skoalgong, of ergens bûten op it skoalterrein. Of op it postkantoar miskien. De Academyearlingen mochten graach hinnegean om de sneltrein, de Wjerljochtfliets, te besjen as dy om healwei seizen mei syn jankend lûd troch de stêd raasde. Ada en Birdie gongen dêr soms hinne, omdat se in brief ferwachten mei in sjek fan hûs út Súd-Dakota. Miskien koe er in kear mei dy ploech meigean en sa tafallich mei har oan 'e praat reitsje.

Der kaam wer in auto de strjitte troch lâns har hûs. Doe't dy bij de krusing kaam, ried er suniger, sloech ôf en ried op him ta. De heldere koplampen ferljochten de seame fan it lange gers foar him. De sjofeur koe him net sjen, mar ynstinktyf doek er ynelkoar. De auto ried oer de dûker hinne. In dof lûd rôle wjerkeatsend om him hinne, en raasde yn syn earen. Ratteljend sproeide der grint oer syn skûlhage fan gers hinne de dûker yn. Dat wie aaklich. Doe't er wer nei Ada har rût seach, wie se bij it buro weigien. It wie him ûntkommen dat se stean gong. It wie wierskynlik har bedtiid.

In pear minuten letter ferskynde se wer yn 'e doar. Foar de spiegel steand boarstele se in skoft har hier, safolle slaggen oan ien kant, safolle slaggen oan de oare. Ja, se hie plichtsgefoel. Krekt as syn mem. Se lei de kaam del, kaam op it rût ta en seach dromerich yn 'e nacht op. Se koe him net sjen, mar hij moast derfan huverje. Se fiele har wierskynlik feilich foar struners, sa't se dêr wenne, yn it lêste hûs oan dy ein fan de stêd. Sels yn de lêste keamers fan de stêd. Se suchte heel djip, rikte doe omheech en loek it rolgerdyn nei ûnderen. Har skaad dêrop ferwaard ta de foarm fan in krûk, en wie doe fuort.

Hij besocht him foar te stellen hoe't se der sûnder klean oan útsjen soe. Se soe in kante lea hawwe, in ivoaren lichem. De rûge jonges op skoalle soenen har grif om 'e mûle slikje as se har bleat sjen koenen. Wylst se hjir in suver en oppassend famke wie. Moai sels. Se soe dêr boppe stean. Yn 'e geast waard er lilik op al dy jonges dy't sa goar oer in aardich fanke tinke kinne soenen. Dy smearlappen. Ada wie in ingel.

Nei in skoftke wrotte er himsels op de earmtakken út syn skûlplak wei, kloppe syn klean ôf en sette op hûs ta. Lew wie noch op, mar de rest fan de Van Arklehûshâlding lei al op bêd. Lew siet rjocht foar syn buro, mei de hannen ûnder de holle, noch altyd mei Napoleon dwaande.

‘Hoi.’

Lew liet ien hân sakje en seach him oer 't skouder oan. ‘Mei dijsels oan it boartsjen west de hele tiid dêr op it húske?’

Free fûn dat walchlik.

‘Ast dat tefolle dochst, wurdst blyn.’

Free spatte op: ‘Ja, en ast der tefolle oer droomst datst in twadde Napoleon wurdst, komst yn it gekkehûs telâne.’

Der glinstere minachting yn Lew syn eagen. ‘Do earme sokses. Do witst net watst seist.’

‘Ik bin ek in kear troch dat Napoleonstadium hinne gongen. Droomde derfan dat ik de wrâld feroverje koe. Earst in gemeente, dan in provinsje, dan in steat. Dat is lytsbernegedoch.’

‘Ffft. Op in dei silst deroan tinke datst mij en myn plannen sietst te beskimpjen. Dan tinkst oan presys dit momint yn dizze selde keamer en dan silst winskje datst dat weromdraaie koest. Hnh. Do dwaas.’

‘En jo kinne fan mij de pot op, menear.’

Hij gong op bêd, mei it gesicht nei de muorre. Hij die de eagen ticht tsjin it wjerkeatste ljocht fan Lew syn lampe, en stjoerde syn gedachten de kant út nei dromen oer syn moaie Ada.

In pear dagen letter stie er yn de útsparre iepening nei de stookkelder. Dat wie in skoan plak om te stean, as jo it basketbal oefenjen besjen woenen sûnder sels sjoen te wurden. Ada wie yn de gymnastykseal mei de famkes oan it spyljen. Free seach de dryste manier wêrop't se de bal mei beide hannen heinde, al waard se noch sa ôfdutsen, en hoe't se dan fluch nei ien kant dribbele en de bal mei in sleepbeweging nei de basket smiet. Se wie tûk en goaide selden mis. Sels troch har romme blûze en broekje koe er de soepelens fan har slanke linige lea sjen. Hij wie ien en al bewûndering ... oant er fansiden in beweging opheinde. As de wearlich de holle omdraaiend seach er Lew.

Dy gniisde nei him. En slofte fuort, de seal troch.

Dy jûns, om tsien oere hinne, seach Lew mei glinsterjende eagen fan syn buro nei Free op. 'Wannear troust mei har?'

Free lei op bêd Zane Grey syn *The U.P. Trail* te lêzen. Hij wist dat Lew aventuereferhalen mar rotsoai fûn, mar hij lies Grey toch. Hij gong stadich rjochtop sitten. 'We witte wol wat ik hjoed bij de stookkelder die. Mar wat diesto dêr dan?'

'Ik ha de pest oan har.'

'Do wiest dêr om de pest oan har te hawwen?'

'Jawis. Ik prebearre har te beheksen.'

Free moast as in hynder om syn keamergenoat laitsje.

'Harkris, Alfredson. As ik wol dat der wat gebeurt, dan kin ik dat gebeure litte. Troch klearebare wilskracht. En ik wol ... en ik wol ... dat har wat slims oerkomt. In skonk brekke. Of in hartstilstân.'

'Mar wêrom dan?'

'Sij is fan de fijân.'

'Mar wêrom? Se hat dij neat dien.'

'Troch myn fijannen silsto mij kenne.' Dat wie Francis yn de doar iepening. Free noch Lew hienen fernommen dat er syn kreaze kop de keamer ynstutsen hie. Francis glimke. 'Wat is dat? Napoleon hjir is smoar op Ada Shutter?'

Lew naam net de muoite him om te draaien. Hij trille. 'Ulkk.'

Free hold him hoeden stil. Hij fertroude in glimkjende Francis net.

'Of is it sa dat Aleksander de Grutte Free besiket te rêden fan fereale te wurden op Dame Ada?'

Lew draaide him mei in gisel yn syn stoel om en seach Francis oan. 'Aaah, no hast it better sketten.'

Francis seach Free heechhartich oan. Syn lippen krollen om bij de mûlshoeken. Dat makke syn lippen grut, sels dierlik. 'Ada soe noait mei dy fize Free op stap wolle.'

Free ferstive.

'Godtank hat Free net it lef om har foar in ôfspraakje te freegjen,' gong Francis troch. 'Omdat se him dan op syn nûmer sette soe.'

Free sei neat. Lew glimke triomfantlik.

Letter, doe't se beide al op bêd leinen, sei Lew yn it tsjuster: 'Free, op in dei silst begripe dat in wiis persoan, ien dy't wit wat der op 'e wrâld te keap is, heel it libben ferdeelt yn itsij oerwinning itsij nederlaach. Der is gjin romte tuskenbeiden.'

'Is der dan gjin romte foar sachtaardichheid op dizze wrâld?' Free moast oan syn mem tinke.

'Nee. Dat leaude Bismarck ek.'

'Ik sjoch datst in oare held fûn hast.'

‘Ja. Oars as do, wol ik myn geast ferbreedzje.’

Free klaude him op syn liif.

‘Yn guon opsichten,’ gong Lew fierder, ‘lykje ik mear op Bismarck as op Napoleon.’

Bismarck. Kristus noch ta, wie dat net dy smjunt dy’t syn oerpake John Engleking út Oast-Fryslân jage hie? It wie fanwege dy smjunt Bismarck dat grutte John Engleking al syn lân en rjochten yn Lengen, Dútslân, oerjaan moatten hie en oer de Dollart útnaaie moatten hie nei West-Fryslân. Mei syn frou Adelheid en trije bern. Bankroet en sûnder in reade sint. Fan rjochten soe hij, Alfred Alfredson VII, soan fan Adelheid Engleking, sij dy’t de pakesister wie fan grutte John Engleking, dy bewûnderer fan Bismarck nêst him op bêd in goede flugge traap tsjin syn reet jaan moatte om him wat ferstân bij te bringen. De smjunt.

Lew wrotte mei syn koart grou liif ferskeidene kearen op bêd om, om de goede hâlding te finen. Hij suchte twa kear.

Hoe’t er it ek besocht, lykwols, Free koe it net oer him krije om Lew te liif te gean. Ynstee dêrfan begûn er oan Ada Shutter te tinken. Hij frege him ôf oft har echte namme Adelheid wie, krekt as syn mem harres.

Fanwege de fûle kjeld hienen syn heit en mem him sein dat er yn it wykein net nei hûs ta drave hoegde, mar yn ’e stêd bij de Van Arkles bliuwe koe. Free wie bliid te sjen dat Ada der ek wie, doe’t er op sneintejûn yn Hello nei it fraachlearen foar de jongelju begûn te gean. Moai sa.

Se siet graach oan ’e ein fan de bank op de twadde rige fan achteren. En altyd bij Margaret Newinghouse. Free siet meastal op de lêste rige bij de doar. Sa koe er har sylhûet heel goed sjen. As se de holle nei links draaide, moast se him wol sjen. Hij begûn sin te krijen oan de sneintejûn. Mar Ada seach noait syn kant út.

De earwearde Lodge hie de lieding. It wie in stevige, krachtich útsjende man mei grutte blauwe hinne-en-werjende eagen en in hege foarholle. Hij mocht graach de holle achteroer hâlde en bij de noas lâns sjen as er in fraach stelde, wylst er tagelyk mei in kaai oan in gouden kettinkje oer syn fest tyspele. Lodge mocht Free wol lije. Hij hold fan honkbal en smiet Free soms in curve ta. ‘Fertel ris, Alfredson, hoe ferklearje jo de trije-ienige God, de Heit, de Soan, en de Hillige Geast? Hoe kinne trije ien wêze?’

Free harsenskrabe om in soarte fan antwurd te finen.

Hij woe yndruk op Ada meitsje. Hij seach út syn eachhoeken dat se net nei him seach, mar se harke wol. Nei wat neitinken

besleat er de curve rjochtstreeks werom te smiten nei de dominy. ‘Miskien moatte wij earst freegje: hoe kin ien trije wêze? Ynpleats fan dat trije ien wêze kinne.’

‘O?’ Dominy Lodge kantele de hege foarholle achteroer. ‘Hoe bedoelst?’

‘No, miskien soenen we it sa besjen kinne, as wie God in eartepûl. Jo witte wol, trije eartsjes yn ien pûl. De natuer produsearret in hele pûl mei de bedoeling dat de eart himsels feriviget. As mar ien fan de trije earten útsprút om de nije generaasje te begjinnen, no, dan oerlibbet de eart teminsten as eart. Sa is’t ek mei God. It makket net safolle út bij it idee fan de rêding hokker part fan Him in siele rêdt, salang’t dy siele mar rêden wurdt. It foarnaamste is as jo mar yn ien part fan God leauwe, want dan wurdt úteinlik leaud yn de hele God en dat bestiet dan fierder.’

Dominy Lodge syn hege foarholle waard noch heger. ‘Ooo sa fernimstich, hear Alfredson.’

Iderien draaide him om en seach him oan. Wat in skrandere antwurd. Iderien, dat wol sizze, behalve Ada. Dy bleau ûnder it hier op har foarholle wei nei de dominy sitten te sjen. Dy gong fierder: ‘Heel fernimstich. Al tink ik dat ús tsjerke dy ferklearring fan de Trije-ienige God net oannimme sil.’

Der skeat him wat heel nuvers tebinnen. Hij moast suver lûdop laitsje. Thús hie er Sherm ris foar de grap frege: ‘No, do âlde lul, hoe hingje se derbij?’ en Sherm hie weromgrapke: ‘Trije bijelkoar en gleon en switterich.’

Dominy Lodge seach de smoarde útdrukking op syn gesicht net. Hij begûn oan in koarte tirade oer de miening fan de lytse tsjerke oer dy lestige fraach fan de trije-yn-ien-god. Dêrnei bewarre er syn dreger fragen foar Free om ris te sjen wat dy betinke soe. As der gjinien wie dy’t him úteinlik in antwurd jaan koe, draaide er him nei Free om, dêr’t dy yn syn hoekje siet en sei: ‘Lit ús ús filosoof dêr bij de doar ris freegje, de hear Alfredson.’ Soms slagge it Free dan om mei in oar fernimstich antwurd te kommen.

Op ien fan de jongereinjûnen, doe’t er bij himsels nei siet te tinken hoe bespotlik it wie om fereale te wêzen op in famke dat noait nei him seach ... waard er him der stadichoan fan bewust dat iderien yn de kategisaasjeklasse him oan siet te stoarjen. De dominy hie him sa’t skynt wer in lestige fraach steld.

‘Wat?’

Dominy Lodge bûgde de holle freonlik wat foaroer. ‘Soa. En wêr sietsto niis no krekt oer nei te prakkesearen?’

‘Niks.’

‘Niks?’

Foardat er in kleur krije koe, pipe syn tonge ‘Omnia vincit amor.’ Dominy syn holle stegere achterút. Mei in flugge blik seach er fan Free nei Ada en werom. Hij wist it. Hij hie Free dúdlik betrape doe’t er op in spesjale manier nei Ada sitten hie te sjen.

‘Is ’t werklik?’

Free woe de grûn wol ynkrûpe. Hij wie bang dat ien fan de jonges of famkes trochhawwe soe wat er mei dat Latyn bedoelde. De dominy seach him opnij freonlik oan. ‘Ik wol wedzje dat gjinien hjir wit wat de hear Alfredson mei syn Latyn bedoelde. Wa wol?’

Der waard net ien hân omheechstutsen.

‘No, Alfredson, it liket derop dat jo en ik no in geheimke dele. En dat de oaren it mar witte: dat geheimke is te goed om te ferklikken.’ Hij wie even stil. ‘Al is it nuver, Alfredson, dat jo gelyk hawwe, as it om de godtsjinst giet. Dat wie no krekt dêr’t it om draaide yn it boadskip fan it lijen fan Kristus hjir op ierde.’

Der wie ien yn de kategisaasjeklasse dy’t Free net útstean koe. Dat wie Duke Wangen. Dy siet altyd achter Ada en prebearre altyd nei har te sjen en har blik op te heinen.

Duke Wangen wie ienentweintich, seis foet lang, mei krollich brún hier en de oantreklike blauwe eagen fan in minnaar, en syn brede sensuele lippen wienen ien en al selsfertrouwen. Syn namme Wangen kaam út it âlde lân, en de oersetting dêrfan yn it Ingels, *cheek* (‘lef’), wie no krekt wat er bij de famkes hie: lef.

Om de ien of oare idioate reden wienen alle famkes yn de stêd helendal hoteldebotel oer Duke. Der wie suver gjin famke dat net syn leidich glimkjen beäntwurde mei in healwiis glimkjen fan harsels. Duke hie in Ford mei reade tsjillen. Dy pasten goed bij syn kjersewangen. De measte jonges hienen gjin auto om mei in famke út te gean. Se hienen ek net folle jild om út te jaan. Duke like altyd in grouwe rôle bankbiljetten yn ’e kûntbûse te hawwen. Alle famkes wisten dat er op in poerminne namme lei. Toch gongen se dermei troch om har goede namme op it spul te setten troch har meinimme te litten foar in riskant ritsje mei him.

De jonges yn ’e stêd neamden him in pystekreamer. Duke wurke foar syn heit op in pleats oan de noardkant fan de stêd, mar reizge ek mei in Belgise foshynst, dêr’t er de willige merjes yn ’e omkriten mei diek. En as pystekreamer hie er it jild foar dy sportive auto fertsjinne. De jonges seinen dat er pas echt de famkes begûn wie te naaien neidat er dy auto kocht hie. Hij diek mear famkes yn syn auto mei reade bannen as syn dekhynst op de hiemen yn ’e buert merjes diek. Hij hie om deselde

reden sukses bij de famkes as bij de merjes. Hij brûkte Spanish Fly. De âlde mantsjes yn 'e biljertseal moasten altyd laitsje as ien de namme Spanish Fly neamde, mar seinen nooit wêrom. De heit fan Orrie, dy't feedokter wie, sei dat dat in poeier fan fynmealde krobben wie. Dy krobben hienen in myld fergif yn har dat de merjes wat bedwelme en sadwaande wie de dekhynst bij har mear wolkom.

Orrie fertelde hoe't Ellie Skenk ris de fout makke hie om mei Duke út te gean, allinne mar om de wille fan in ritsje yn syn splinternije sportwein. Neidat se ynstapt wie, woe se net dat er har in milkshake foar yn 'e auto kocht, of wat dan ek om te iten of te drinken, bang dat er der wat Spanish Flypoeier yn'rûgelje soe, as se even net seach, en dan harsels net mear yn 'e macht ha soe. Mar se wie net foarsichtich genôch. Se hie in stikje kaugom fan him oannommen. Kaugom siet altyd wat in laachje poeier oerhinne, mar bij it stik Juicy Fruit dat se yn 'e mûle stutsen hie, hie dat mear as normaal it gefal west. Dat hie se net beseft, oant se dat pas letter fernaam. Wat er dien hie, wie fan tefoaren wat fan dy magise poeier oer de stikken kaugom hinne te struien en dan wer yn te pakken. Se sei dat se wat op dy stikken bewurke kaugom omkôge hie en doe samar harsels net mear yn 'e macht hân hie. Se wie begûn te triljen as hie se de bibberkoarts en se wie mei de earms begûn te skaaien, en doe hie se harsels net mear ferdedigje kinnen en har skonken wienen dôf wurden en ... no ja, se woe net sizze wat der doe gebeurd wie, en hie allinne mar mei de eagen rôle, as in poppe fan Sears Roebuck.

Oeral rekken de famkes fan Hello yn ferwachting. Elke moanne moast der wol ien trouwe. Mar de reden dat dy famkes Duke net as de heit neamden, wie dat er har fan tefoaren sein hie dat er gjin babys meitsje koe. Hij hie in operaasje hân, sei er. Hij koe dêr sels in groede fan sjen litte. Janice Blye sei dat se dy sjoen hie. Se woe him net op syn wurd leauwe, doe't se in bern krije moast. Se woe in bewiis. Dat hij liet har de groede sjen. Guon fan de mear synise jonges seinen dat er dy krigen hie, doe't er fan de heasolder fan syn heit fallen wie mei de kûnt yn de tinen fan in gripe. Mar toch koe gjinien bewize dat er de heit wie. Dat Janice Blye moast wol de namme neame fan har fêste ferkearing, har feint. Mar de synisy wisten wol better. Se wiisden nei de lytse bern yn tsjerke mei kjesreade wankjes. De grapmakers yn de doarpen praten dêroer as deel fan Duke syn mingsel. Duke wie as de âlde hartoggen yn it âlde lân, dy't it rjocht fan de earste nacht yn 'e praktyk brochten. De opmerking oer it mingsel fan Duke moast men altyd rou om laitsje. Je koenen foar in dûbeltsje in pûde tabak keapje mei de namme Mingsel fan Duke.

Elke sneintejûn nei kategisaasje, krekt as iderien yn 'e rige nei

bûten rûn de kjeld yn, frege Duke oan Ada oft se net mei woe foar in ritsje bûten de stêd. Ada sei dan alle kearen, mei in sacht lûd, en mei de wyt-blauwe breiden iismûtse oer har donkere lokken lutsen: ‘Nee, leaver net.’ En se rûn dan nei hûs mei har freondinne Margaret Newinghouse. Mar op in sneintejûn yn febrewaris seach se Duke mei in nuvere eachopslach oan en sei: ‘Ja, ik tink dat ik wol in ritsje mei dij meitsje wol.’

Free wie hast flaufallen.

Letter beprakkesearren de jonges op it berypte trottoir wat der gebeurd wêze moast. Francis wist noch dat se fernommen hie dat Duke dy jûns ôfgrysluk royaal west hie mei syn kaugom. Hij hie yn de rige dêr’t er yn sitten hie minstens twa pakjes Juicy Fruit omparte. En hij hie Ham Kirk ek noch in oar pakje trochjaan litten oan de famkes dy’t foar him sieten. Dy hienen dat oannommen, tinkend dat Ham Kirk har traktearde. Bij de fiif dy’t in stikje kaugom pakt hienen, hie Ada ek west. Pas doe’t se it sop goed en wol út de stikjes kaugom kôge hienen, hienen dy famkes yn ’e gaten krigen dat dy kaugom feitlik fan Duke ôfkomstich wie. Francis sei noch dat er fernommen hie hoe’t dy famkes ynienen yn ’e klasse de siken ynholden hienen. In skoftke letter wienen fjouwer fan har healwiis begûn te dwaan en gibelen se om fan alles en noch wat. Allegear, behalve Ada. Dy hie harsels yn ’e macht hân, oan it momint ta dat de kategisaasje útgong. En krekt doe hie Duke har frege om mei te gean.

Free wie ûntreastber nei hûs ta gongen. Hij woe net mei Francis en Jan nei hûs ta rinne. Hij woe gjinien freonlik wurd fan har hearre. Ferskriklike tafrelen seach er foar him mei Duke dy’t, krekt op dat stuit, ergens lâns in frijerspaadsje Ada har ûnderbroek útloek ... Yn syn kwelling bij dy gedachte hipte er, as in imerke dat delkommen wie op in gleon kachelslid, mei ien sprong fan it trottoir ôf.

Dy nachts koe er net sliepe. Omdat er syn bêdgenoat net út ’e sliep hâlde woe mei syn gewrot, gong er op de oerloop bij it oastlike rût op de dage sitten te wachtsjen. De oare deis heinde er op skoalle ferskillende kearen in glimp fan Ada op, ien kear yn ’e gong tusken de lessen troch, en ien kear yn de gymnastykseal bij it basketbaltrainen. Se seach der folslein kalm en evenredich út. Der wie neat oan har te sjen dat der op wize koe dat se Duke it rjocht fan de earste nacht gund hie.

Doe stiek seks op in oar en wol tige ûnwierskynlik plak syn kreaze kop op. Guon fan de âlde wiven yn tsjerke hienen meielkoar pratend de feiten nêstelkoar lein en wienen njonkelytsen ta it aaklik besef kommen dat har eigenste dominy, de earwearde Isaac Lodge, in kear skuldich west hie oan ûntucht. Syn earste famke, Tracy, wie geboaren yn juny, 1924. Dat hie west, doe’t er yn New Mexico sindeling bij de Navaho’s

wie, en dêr't net al te krekt boekholden waard. Der wie har troch de frou fan de earwearde ferteld dat sij en de earwearde ergens yn 1923 trouw wienen. Dat hie wol ynoarder like. Mar dy âlde wiven hienen, dan hjirre en dan dêre pinfiskjend, en altyd skrandere op ferskillende mominten, útfigelearre dat de earwearde en syn frou feitlik tusken Thanksgiving en Krysttiid trouw wienen, yn New Mexico, yn it jier des Heare 1923. Dat ... Tracy wie twa moanne te gau te wrâld kommen! Minstens. En hij noch wol in dominy. Skandlik.

Op 't lêst hie ien fan de âlderlingen fan de tsjerke de earwearde Lodge in tip jûn oer wat der achter syn rêch om sein waard. Dy hie dat nijs rêstich oanharke, en de âlderling betanke foar dat er syn kristlike plicht dien hie. Dominy Lodge hie nei wat neiprakkesearyen besletten it probleem net út 'e wei te gean. Hij kundige op in snein oan dat er de sneins dêrop in spesjale preek hâlde soe oer it evangelje neffens Johannes, haadstik 8, de fersen 2-11.

De gemeente hearde dy oankundiging yn in ferbjutere stilte oan. Doe't de tsjerke útgong, murken Free en de jonges op dat suver iderien gau nei hûs ta gong. Letter, doe't se de ateïst Lew dêroer fertelden, seach dy op fan in biografy fan Julius Caesar en moast er snuwend gnyskje. 'Ha! Dy binne nei hûs ta draafd om haadstik 8 te lêzen en te sjen wêr't dat oer giet.'

Free frege him ôf hoe't de earwearde Lodge mei dy gleone jirpel, ûntucht op de pastori, omgean soe. De folgjende sneins gong er betiid nei tsjerke en it slagge him om helendal achter yn de tsjerke in plakje op de hoeke te finen. Dêr koe er iderien deryn kommen en sitten gean sjen. Ada en Margaret kamen ek betiid en gongen yn de twadde rige fan achteren sitten, yn it middenstik. Free fernaam dat er mei wat gelok dat bysûndere gesicht fan Ada de hele middei sjen koe.

Witse Baron, in ôfgryslk âld minske, gong op 'e ein foar him sitten. Alde Witse hie ien of oare senuwsykte. Har gesichtsspieren bewoegden de hele tiid en har hûd wie in tizeboel fan hieltyd wrimeljende tearkes. Free frege him ôf oft har gesicht oait rêstich waard as se sliepte. Hij wie der wis fan dat hysels noait sliepe kinne soe as in part fan him de hele tiid mar trochwrimele. Hij siet sa ynspand nei har te sjen dat it net lang duorre of in pear fan de senuwen yn syn eigen gesicht begûnen út meigefoel ek te ferlûken.

It wie in aardichheid om de minsken de tsjerke ynkommen te sjen. Hij begûn wat te begripen wêrom't de lju har omdraiden om nei de letkommers te sjen, om te sjen wat se oanhienen, nije klean of nuvere klean, en oft ien fan de froulju ek in nije manier útfûn hie om it hier op te stekken.

Jo koenen meastal sjen wat dy en dy persoan fan himsels of harsels

tocht, troch gewoan te sjen hoe't se de tsjerke ynkamen. Guon minsken stienen earst yn de doar iepening de minsken dy't al sieten te begapjen en oft har favorite bank al beset wie. De froulju wienen oer it algemien sinnich oer wê't se sitten gongen. Soms wie it krekt as sochten se in jurk út bij in útfërkeap. En de measte froulju streaken, krekt foardat se it gongpaad del begûnen te rinnen nei in sitplak, mei de platte hân de jurk oer it achterst glêd. De tsjerkepronkers wienen net folle better as it frouljusfolk. Dy leinen mei sin earst mei de hân it hier teplak, of se seagen oft de gulp wol ticht wie, of se loeken de strik noch wat oan, foardat se in plak útsochten. De âldere manlju wienen lang sa sinnich net.

Soms kamen se gewoan binnenswalkjen, sûnder te sjen, en fertrouden se derop wol in plakje fine te kinnen. Guon manlju kamen der mei it wang strak en eigenwiis ferlutsen yn, guon bokselen nei binnen as in arbeider dy't de bargaen boarne soe, guon ferûntskuldigjend mei in skiepachtich glimke. It sitten gean yn tsjerke wie in belangryk ritueel. Nei in skoftke kaam der in blonde arbeider, Brad Steppen, nêst him te sitten. Der hong in swak tarsjippe-aroma om him hinne. Syn swarte oxfordskuon kreaken as er de fuotten ferskode. Syn blauwe pak roek nei in sederhouten kleankast.

Om ien oere begûn de sinne yn in skeane baan troch it ribbeltsjeglês te skinen fan de trije hege ruten oan de westkant. De sinnestrielen dy't sa ûntstienen lieten folslein slûk hier der útsjen as wie it yn krulspjelden set. Tsjin kertier oer ienen wie de tsjerke grôtfol. De kosten en in helper brochten klapstuollen en setten dy yn de gongpaden del. Doe't dat noch net genôch wie, treauwen se de klapdoarren iepen fan de kategisaasjekeamer en lieten dy ek folrinne. In soad fan de fêste tsjerkegongers kamen te let yn tsjerke om op har favorite plakje te sitten. Ja, it neamen fan dat achtste haadstik yn Johannes hie de niget oan godstsjinst goed geande makke.

Om tweintich oer ienen striek de organist, frou Elizabeth Hedges, skoansuster fan rektor Hedges, op de kruk foar it grutte oargel del en begûn in rige preludes te spyljen. Om fiif foar healwei twaen kaam frou Lodge deryn. Se droech in baby en hie in famke bij de hân. Iderien seach nei har doe't se op de stuollen sitten gongen dy't reserveard wienen foar de famylje fan de dominy. Presys om healwei twaen marsjearde dominy Lodge de konsistoarjekeamer út, folge troch seis âlderlingen en seis diakens, en op it poadium ôf. Hij hie in swarte swellesturt oan en trêde as in gewante diplomaat. De hele tsjerke hold de siken yn. Dêr wie er, har sielehoeder, de man dy't it sânde gebod oertrêde hie. Wat soe er yn Gods namme no oer himsels sizze kinne yn God syn eigen tsjerke? De earwearde Lodge stie even in pear tellen stil oan de foet

fan it poadium, bûgde de holle, die de hannen gear en bidde even bij himsels. De âlderlingen en diakens gongen rêstich yn har mei fluwiel beklaaide banken sitten.

De organist helle de fingers fan de toetsen ôf. Even wie de hele tsjerke deastil. Lodge syn grutte foarholle glom. Hjir en dêr kreake in bank. Lucht dy't yn weagens út it hjitte luchtroaster blaasd waard krekt foar it poadium liet de skarlekken looper oer de râne fan de preekstoel no en dan hinne en wer gean. It gouden krús yn de looper wifke as hie it in eigen libben. Klear mei bidden, rûn Lodge de trije treptreden op fan it poadium en nei de preekstoel ta. De hele gemeente stoarre swijend nei har dominy. Sels babys fielden oan de manier wêrop't memmen har fêsthouden dat der wat bûtenwenstichs te rêden wie. Lytse bern beseagen elke beweging fan de dominy, doe't er de Bibel iepensloech bij de passaazje dy't er socht en de gouden siden blêdwizer teplak skode. Al gau begûn de earwearde Lodge út it evangelje neffens Johannes te lêzen, haadstik acht, de fersen twa oant tolve.

'De moarns betiid wied Er alwer yn 'e timpel. En it folk kaam bij Him. Hij gong sitten en learde harren. Doe kamen de skriftgelearden en Fariseeërs mei in frou, dy't op troubrek trappearre wie. Dy setten se yn it fermidden en se seinen tsjin Him: Master, dy frou is op 'e die betrape, doe't se omgong hie mei in oare man.' Dominy Lodge syn stim fibrearde leech en dúdlik troch it skip fan 'e tsjerke. 'No hat Mozes ús yn 'e wet oplein, sokken te stiennigjen; wat sizze Jo dêrfan? – Dat seinen se allinnich om him deryn rinne te litten; se woenen wat fine dat se Him oanbringe koenen. Mar Jezus bûgde him foaroer en skreau mei de fingers op 'e grûn, as hearde Er har net. Doe't se mar oanhouden mei freegjen, joech Er him oerein en sei: Wa't fan jimme noch noait wat ferkeards dien hat, mei de earste wêze om in stien op har te smiten. Doe bûgde Er him wer foaroer en skreau op 'e grûn.'

Ut de hoeken fan syn eagen heinde Free beweging op dêr't Ada siet. Hij seach gau even. Neat. Iderien yn har rige siet stokstil. Allegear harken se ynspand nei It Wurd. 'Doe't se dat hearden, joegen se har – feroardiele troch har eigen gewisse - ôf, de iene nei de oare, de âldsten it earst, en Hij bleau allinne oer mei de frou dy't yn 'e midden stie. Jezus joech him oerein en sei tsjin har: Frou, wêr binne se no? Hat net ien jo feroardiele? Se antwurde: Net ien Hear. Doe sei Jezus: Dan feroardielje ik jo ek net. Gean no mar en doch tenei gjin kwea wer.'

Dominy Lodge heve syn swarte wynbrauwen, seach de hele tsjerke gleon oan en bûgde de holle yn gebed. 'O himelske Heit, wij komme op dizze dei fan Jo yn alle needrigens en earbiedich ûntsach foar Jo troan, yn it folle besef dat, as wij ús siele foar Jo en Jo hele gemeente bleatlein hawwe, folslein en út frije wil, en yn Kristus' namme om ferjeffenis

frege hawwe foar al ús sûnden, Jo ús ferjaan sille, folslein en genedich, sa't Jezus sein hat: "Dan feroardielje ik jo ek net. Gean no mar en doch tenei gjin kwea wer." ' Healwei dat lange gebed kipe Free tusken syn fingers troch om te sjen wat Ada die, mar doe foel syn each yn pleats dêrfan allinne mar op de âlde Witse Baron. Ta syn ferbjustering wie dy âlde Witse djip yn 'e sliep fallen. Se snoarke wat, wat krekt te hearren wie. Soa, se koe toch yn 'e sliep falle nettsjinsteande dat altyd ferlûkende gesicht.

'Amen.'

De twadde wizer fan de grutte klok achter yn de tsjerke beweegde yn lykmjittige strange skokjes.

'Wij sjonge no psalm 23.'

De hele tsjerke rissele fan it blêdzjen troch it psalmboek. Frou Hedges spile it foarspul. De tsjerke song út folle boarst de nobel rizende en fallende melody.

'Ta mijsels lit Hij mij komme,
Mij op rjochte paden liend,
Om 'e wille fan syn namme.'

It lûd fan al dy stimmen bijelkoar like op it weevjen fan in soad stringen ta ien sterk tou. Somtiids gong dat wat mei muoite, en kaam it der wat stroef út, mar úteinlik stiigde it op yn in momint fan earnstige ekstaze:

'Kleare geunst en goedens folgje mij
Al de dagen fan myn libben;
En in fêst plak skinkt Hij rij
Yn des Heare hûs mij en myn sibben.'

De earwearde Lodge begûn de preek somber. Wurd foar wurd herhelle er wat de âlderling him sein hie. Hij spriek mei de holle achteroer, grutsk, sadat syn foarholle glom yn de sinneskynljochte tsjerke. Hij fertelde hoe't er der achterôf mei syn frou oer praat hie. Wat moasten se dwaan? It negeare? Of de saak foar de hele gemeente fan ús Heare bringe? Nei in soad bidden en wrakseljen mei har geweten hienen se besletten om it yn it iepenbier te bringen.

Hij hold even op en stapte nei de linkerhelte fan de kateder. Hij liet de holle sakje, sadat syn foarholle oerskade waard. De hele gemeente siet as wienen se ynienen op in elektrise tried oansletten fan heech foltaazje en as koenen se net bewege. 'Ja, wij bekenne it, myn frou en ik. Wij ha bijinoar sliepen as man en frou, foardat we yn tsjerke trouw wienen. Yn ús eigen geast wienen wij fansels yn dy tiid al ien.

Wij holden fanelkoar. Wij wienen offisjeel ferloofd. En wij wienen fan doel om, sa gau't ik der wis fan wie dat ik beroppen wurde soe, te trouwen. Mar nettsjinsteande dat, mea culpa, kaam der in tiid dat we sa oerstjalpe waarden troch dy grutte leafde fan ús – en ik kin der gjin oar wurd foar fine om dat te beskriuwen – sa oerstjalpe waarden troch ús leafde foar elkoar dat foardat we it beseften' – dominy Lodge swijde even en liet syn eagen omheech gean – 'dat it foardat we it beseften al gebeurd wie.' De twadde wizer draaide evenredich syn rûntsje oer de grutte wizerplaat achter yn de tsjerke.

De eagen fan in heel soad froulju, sels fan wat manlju, draaiden nei dêr't frou Lodge en har bern yn de dominysbank foar yn tsjerke sieten. Se seach grutsk omheech nei har man, en der skynde sels wat fan triomf fan har gesicht ôf.

'Fansels, we hienen berou. Tagelyk, om ien of oare ûnbegryplike reden, fielden we ús ek troch ús leafde ferhearlike.' Alle eagen stoarren wer nei dominy Lodge.

'No, en dit is wat wij doe dien hawwe. Wij binne tegearre op knibbels gien foar God en ha Him om ferjeffenis smeke. En fierder binne wij nei de tsjerkerie fan de tsjerke gien dêr't we doe hinnegongen en we ha dêr ús sûnde opbychte. Koart dêrnei ha we dêr foar dy gemeente stien en foar God en foar har ús beider sûnde opbychte, dy fan it oertrêdzjen fan it sânde gebod.' Dominy Lodge loek in ôfgrysluk djippe sucht en naam doe syn plak achter de kateder wer yn.

'Nei in skoft, nei in lange tiid, hienen wij it gefoel dat God ús ferjûn hie. Us earstberne, Tracy, dy't hjir no foar jim sit nêst har mem' – Lodge wiisde ernstich mei in finger nei syn famylje ûnder him – 'hat bliken dien in sûn, gelokkich en hearrich bern te wêzen. Sij is alles wat in heit en mem mar ferwachtsje meie. We hienen, doe't it berop fan de gemeente hjir yn Hello kaam, ek it gefoel dat God fierdere bewizen sjen liet fan dat Er ús ferjûn hie. Fan dat momint ôf, doe't it ús ferjûn wie, ha we der net fierder oer neitocht. Te mear, doe't ús twadde bern, in jonge, Raymond, sûn en wol geboaren waard, in geunst fan God. Dêr leit er te sliepen' – en wer wiisde Lodge nei ûnderen nei syn famylje – 'oan de boezem fan syn mem, in prachtjonkje, sa leaf.'

Dominy Lodge wie even stil. Mei in elegant gebaar krige er in glês wetter op fan de râne fan de kateder en naam stadich in swolchje. De gemeente wachte, nei him opsjend. Syn gloeiende donkere eagen glieden oer de hele tsjerke hinne, sels de kategisaasjeromte.

De bank mei de tolve manlju yn de tsjerkerie kreaake.

'Neffens it wurdboek fan Webster wie wat wij dien hawwe net echt troubrek. Webster definieart troubrek as frijwillige seksuele mienskip tusken in troude man en in oare frou as syn eigen frou, of tusken in

troude frou en in oare man as har eigen man. Mar wij binne hjir yn tsjerke kristenen en we akseptearje wat de Skrift seit dat it is. De Skrift seit dat troubrek allegear soarten fan losbandigens en ûnearberens is, lykas ferbean is troch it sânde gebod. Dat, yn dy definysje, dy fan de tsjerke, binne wij feroardeeld.'

Guon minsken yn tsjerke wienen skokt dat de wurden 'frijwillige seksuele mienskip' lûdop yn God syn timpel útsprutsen wienen.

'No, beminden yn Kristus, wij freegje jimme, nei dit alles, wat wolle jim noch mear fan ús?'

De earwearde Lodge liet syn gloeiende eagen opnij oer de gesichten ûnder him dwale. Hij keas ferskillende gesichten ôfsûnderlik út en stoarre har dan even strak oan.

'Wolle jim dat wij nei it fjild ta reizgje en op hannen en fuotten krûpe, lykas Nebukadnezar ienris die? As de fjouwerfuottige dieren? En dat wij lykas har de triennen en it gekjirm fan it oardeel ûndergeane? Is it dat wat jim fan ús wolle ... boppe op wat we al ûndergien hawwe as ferjilding fan ús sûnden?'

De sinne gong syn baan de westlike himel lâns. Felle ljochtstrielen skeaten troch de trije hege ruten oan de westkant mei al de gloarje fan de Dei fan it Oardeel. Keale hollen glommen as fan goud, en donkere as fan silver, en blonde as fan platina.

'Goed dan, as jim dat wolle, dan nimme wij dat as ekstra straf oan. Kies it stik lân mar út, en neam de oere en de dei mar, en dan sille we dêr wêze om mei ús straf te begjinnen, myn frou, ik, en ús twa bern. As it ferlet fan in straf foar ús sa sterk is yn jim hart, dan binne ús knibbels, en ús earmtakken, dêr klear foar.' Hij wie even stil; en boldere doe: 'Sels, sels al ha wij ús sûnde al foar God en Syn gemeente opbychte op in oar plak! Ien kear al! As wat jim fan ús wolle sels in twadde bekentenis is? Stel dat we letter in berop krije nei wer in oare tsjerke? Moatte wij dan in tredde kear foar dy gemeente bekenne? Hieltyd wer? Oant yn ivichheid?'

Op syn plak achteroan fielde Free dat er bleek fan opwining waard. Dominy Lodge wie geweldig. Hij seach nei dêr't Ada siet. Je koenen net sjen oft se har ôf siet te freegjen oft dy skoech har ek paste. Fisioenen fan wat der gebeurde wêze koe tusken Ada en dy ûnhuere hoerearder Duke Wangen riisden yn syn ferbylding op as gleone spoekferskiningen út in some. Dêr waard er sa raar fan yn 't liif, dat er net wist oft er it wol ferneare koe om noch in minút langer yn tsjerke te bliuwen.

'O, Ada, myn alderleafste kreaze skat ... o God, wêrom hast dat no dien?' Hij skeat rjocht oerein. Hie er lûdop yn tsjerke praten? Hij seach even fluch nei de blonde Brad Steppen dy't nêst him siet. Dy stoarre lykas gewoanlik rjocht foar him út, de rôze lippen justjes faninoar, de blauwe eagen oerdize troch inerlik drôgjen.

Free liet in stadige sucht. Godtank. It wie allinne omdat er sa fûl oan Ada sitten hie te tinken, dat er tocht hie dat er lûdop praten hie. Wat healwiis om je sa oer in famke op te winen dat him net ienris rjocht oanseach.

De earwearde Lodge behannele no it lêste punt fan syn preek.

‘As it no sa wie dat ús sûndefal unyk wie, as wij it iennige pear wienen dat it sânde gebod brutsen hie, dan soe it miskien in tapaslike straf wêze om ús nei it lân te stjoeren mei de rest fan jim fee. Mar jim witte wol, en ik wit dat ek, dat ús fal net unyk is, dat der feitlik gjin jier foarbijgiet of der stiet hjir foar ús wol in ûngelokkich pearke om, foar de hele gemeente, te bekenen dat se it sânde gebod oertrêde hawwe. Sûnt ik hjir beroppen bin, hawwe dat der presys seis west. No, jim kinne mij net wiismeitsje dat sok dwaan bij ús jongfolk wat nijs is. Dat, wij, âlderen, binne net folle better. Wij, âlderen, tinke graach dat it mei ús jongfolk glêd ferkeard komt. Mar as we even neitinke, en weromtinke, witte we allegear wol dat alle âldere generaasjes dy’t der oait west hawwe, altyd tocht hawwe dat it glêd ferkeard gong mei de jongere generaasje.’

Dominy Lodge rûn wer achter de kateder wei helendal nei de râne fan it poadium. Hij bûgde him foaroer en makke mei de finger meneuvels as skreau er op 'e grûn.

‘Dat, myn beminden yn Kristus, ik sis jim dit. Hij dy’t sûnder sûnde is yn it stik fan ûntucht, lit dy de earste wêze dy’t in stien nei mij en myn frou smyt. Amen.’

It lêste liet, psalm 42, waard op in fersmoarde manier songen. Dominy Lodge, lykwols, song as wie er op 't lêst ferlost fan slavernij. Men koe him boppe alles út hearre. Der wienen sels mominten dat sels it oargel syn krachtige stim net oan koe:

‘Sa’t in ree, fan toarst ferlegen,
Smachtet nei de wetterier,
Rop ik, God, ta Jo omhegen,
Hymjend as in hetsich dier.
Dat de libbne God yn de ein
Oer my kaam as koele rein!
Hoe lang moat ik dit noch tûge,
Ear’t ik each yn each Him skûge?’

Dominy Lodge trêde mei de holle omheech troch syn gemeente hinne, as in Napoleon dy’t nei it plebs glimke. Syn frou mei it lyts jonkje rûn de tsjerke út as in Maria dy’t it Segene Bern droech. Lytse Tracy folge beskieden har heit en mem. Suver iderien seach wat bleek.

Bij it sneinsiten wie hospita Van Arkle heel stil. Se wie fan de Grutte Tsjerke, mar hie dy sneins dêrfoar keazen om nei de Lytse Tsjerke te gean om nei dominy Lodge te harkjen. Har man wie fuort op ien fan syn reizen, dat se frege Jan Byer om nei it iten út de Skrift te lêzen, en yn it bysûnder de tekst dy't de dominy brûkt hie om oer te preekjen, Johannes 8: 2-11. Doe't se allegear yn stil gebed de holle bûgd hienen om te tankjen foar it iten dat de goede Heare har foarset hie, seach Gretch Van Arkle op en flústere, mear bij harsels as tsjin ien yn it bysûnder: 'No, dy preek hat mij goed oan it tinken set.'

It wie tusken twa lessen yn en it wie in drokte fan belang yn de gong, en dêr middenyn hearde Free hoe't Birdie Jan en Francis bij him thús útnoege foar in feestje dy jûns. Guon fan syn maten kamen ek om wat te âldehoeren, sei er, en ek in pear famkes, en dat waard grif heel gesellich.

'Famkes dy't ik ken?' frege Francis.

'No, bijgelyks Ada Shutter.'

'Goed, wij komme.'

Free stie fersteld. Dat stel noege him net iens út. It tinken oan Ada dy't al dy keardels yn Birdie syn keamer taglimke, brocht him de rest fan de dei fan it sjapiter.

Om sân oere hinne dy jûns loeken Jan en Francis sûnder ien wurd tsjin him te sizzen de jas oan en ferdwûnen yn it tsjuster. Free hong in skoftke wat op syn bêd om mei in goed nij boek dat er fûn hie, De Graaf fan Monte Cristo. Mar hoe't er it ek besocht, hij koe him der net op konsintreare. Hij woe wol dat er in freon hie dêr't er mei oer Ada prate koe en oer hoefolle as er fan har hold. It die him sear dat Francis in kear sein hie dat Ada noait mei 'fize' Free útgean soe. It waard o sa dúdlik dat Francis en Jan him net echt lije mochten. Se wienen oan tafel noch wol aardich tsjin him, en as se him op skoalle troffen, mar fierder ... ferrek, se laken him achter syn rêch sels grif út. Dat wie it iennige ferfelende oan dy Western Academy – hij hie net ien echte freon dêr. Syn besykjen om maten te wurden mei Tony en Johnny hie him al in kear yn 'e problemen brocht. Hij huvere doe't er wer tocht oan dy skiednis fan dy stellen repen.

Hij naam in beslút. Hij moest witte wat Birdie en syn maten yn 't sin hienen. Hij krige syn learen jas út de kast en strûpte dy oan. Lew draaide syn holle nei him ta. 'Frijwat kâld net, om yn oanbidding fan in skaad op in gerdyn yn in sleat te lizzen?'

Free syn sykheljen stûke. Hoe hie dy Lew dat no wer útfûn. Dy syn eagen seagen him spotsk oan. 'O, ik ha manieren om dingen út te finen. Do kenst mij. As ik net de baas wurde kin fan dit lân, dan wol ik dêr de masterspion fan wurde.'

‘Do bedoelst, do hast mij bespioneard?’

Lew knypeage spottend nei him. ‘Myn bêste jonge, bij it neisneupen fan dyn leafdesaventuerkes oefenje ik gewoan mijsels om in goede detektive te wurden.’

‘Glûpert.’

Lew waard nidich. Hij draaide syn blokkich lichem nei Free ta as woe er him oanfleane. ‘Wat seisto dêr?’

‘Krekt as Napoleon kôgje ik noait twa kear op myn koal om.’ Free draaide him de rêch ta en rûn nei de trep. Lew gnyske him achternei, ienkear; en mei in skerpe skraab fan syn stoel begûn er wer yn syn boek te lêzen.

Birdie wenne yn in âld hûs bij de wettertoer. Dat hie oait it hearehûs west fan in ryk hearskip. Letter hie dêr de Western Academy, yn syn begjinjierren, yn festige west, oan 1924 ta, doe’t it nije gebou klear wie. Western hie dat âld hûs noch altyd yn besit en elk jier besochten se om de âldere learlingen dêryn keamers hiere te litten. Omdat de hier leech wie, prebearren guon studinten soms yn dy ûnbidige skuorre-achtige kâlde keamers te wenjen. Op dat stuit wennen allinnich Birdie en syn maat fan dat momint, Nap Edgerton, yn ien fan de keamers op de ûnderferdjipping, wylst in húsbewarder op jierren, dy’t bekend stie as Alde Trompetter, as frijfeint op de earste ferdjipping lyk boppe har wenne.

Free stie achter in grutte esk oan de noardkant fan de Lytse Tsjerke om it âlde hûs in heale strjitte fierder te ferkennen. De foarkant fan it âlde giele hearehûs wie troch de lampen lâns de haadstrjitte goed ferljochte. Yn Birdie syn keamer brânde ljocht, mar de rest fan it hûs wie tsjuster. Alde Trompetter lei of op bêd of hij siet yn ’e kelder. Wierskynlik yn ’e kelder. Birdie sei dat er graach bij de grutte ferwaarmingskachel sitte mocht te sjen nei de flammen yn it iepen roaster. Hij smookte in piip en wie heal doof. Syn klean droech er oant se fan syn liif foelen, sa’t in dier neffens it seizoen syn facht falle lit. En syn hier liet er ek net graach knippe. Gjinien wist oft er ek famyljeleden hie. De persoan dy’t er west hie, soe mei him yn it grêf ferdwine. Sa no en dan glied der in skaad oer de gerdinen yn de keamer fan Birdie. Ien kear seach er it sylhûet fan Ada.

Free wachte oant syn teannen kâld waarden. ‘No, der giet neat boppe presys en foar iens en altyd te witten wêr’t se it oer hawwe.’

Hij rûn nei de achterkant fan it grutte hûs, dêr’t er hoeden mei syn teannen it paad sykje moast troch in tizeboel fan biezemstokken en snieskowers, en ek noch foarbij ferskeidene jiskefetten. Der foel him in lyts rûtsje op ûnder it achtertrepke. Der brânde in sunich ljochtsje yn ’e kelder. Hij sakke yn ’e hoksen om better sjen te kinnen. Dêr siet de Alde

Trompetter syn maispiip te smoken, en as in idioat nei de dûnsjende flammen te gnyskjen yn de fjoerpot fan de kachel.

Moai sa. No koe er samar de achtertrep nei dy syn keamer oprinne, rjocht boppe dy fan Birdie. Hij naam elke tree sa ticht bij de muorre as mar koe. Alles gong goed oant er op de lêste stapte, en dy pipe as in imerke. Doe't er de foet omheech loek, pipe er wer. In losse spiker. Hij sloech dy oer nei de oerloop dêrboppe ta.

It ljocht fan de haadstrjitte foel troch in sydrút nei binnen en hij koe oan 'e ein fan in skimerige gong krekt in doar sjen. Hij loek syn oerskuon en skuon út en sette dy foarsichtich achter it stekje, en printe himsels goed yn wêr't dat krekt wie. Op sokken en mear glydskjend mei de teannen as derop trêdzjend sette er op de doar fan de Trompetter ta. Dy siet net op slot. Hij treau him iepen. Snúfde. Sokken dy't net wosken wienen. It rânzige swit fan in âldman. Mei dêryn bemongen de rook fan goedkeape tabak. Dy tabak fan de Alde Trompetter wie amper better as wyld moerashea. Ta syn ferbazing skynde der in swak ljocht troch de flier hinne. Dat ljochte om in swarte kachelspiip hinne. Aha. It âlderwetse soarte fan waarme-luchtroaster. De keamer op 'e earste ferdjipping waard ferwaarme troch middel fan de keamer dêrûnder.

Free slydske mei syn sokfuotten oer de linoaleumflier. Hij begûn stimmen te hearren. Birdie en syn ploech. Hij stie rjocht boppe har. Hij gong oer de flier lizzen en lei it ear boppe it roaster. Wylst er dat die, glied syn fulpinne út syn boesgroentsjebûske en kaam mei in lyts tikje op it linoaleum telâne.

'Hee,' sei ien dêrûnder, 'hearden jim dat?'

Jan sei: 'As liet ien in potlead falle.' Iderien harke mei oandacht.

'O,' sei Nap, 'grif allinnich mar dy âlde Trompetter.'

'As it in potlead wie, dan kin hij dêrboppe it net west hawwe,' sei Birdie. 'Hij kin net lêze of skriuwe.'

'Ssst. Lit ús noch even goed harkje, dan,' sei Nap. Free sykhelle o sa licht. Nei in skoftke sei Nap: 'Sjo' jim wol? Niks te rêden. Allinnich mar in âld hûs dat kreaket yn 'e kjeld.'

Birdie sei: 'Mar krekt dêrfoar tocht ik dat ik ien fan de treptreden kreakjen hearde dêrboppe.'

'Nee ju. Allinnich mar in kreakjend âld hûs.'

Free sykhelle noch wat langer o sa licht. Hij doarst net nei syn fulpinne te taasten. De ploech dêrûnder prate in skoftke wat sûnder doel. It leven fan dy pinne hie har even út 'e rjochte stimming helle om gesellich te praten. Doe sei Francis wat tsjin Ada.

'Hee, ik sjoch dat Duke trouwe sil.'

'O ja?' sei dy behoedsum.

'Ja. Dat Ada Shutter-fanke dat we allegear kenne, doarst nee tsjin

him te sizzen en dat hat him sa ferbjustere, dat er har frege hat om mei him te trouwen.'

Ada barste yn lûd fleurich laitsjen út. 'Altyd pinfiskje do, hê?'

'Dat is wat ik heard ha.'

'Feit is, ik trou nooit. Ik woe wol dat ús tsjerke nonnen hie. Ik soe de earste wêze dy't dan non waard.'

'Watte? Mei sa'n prachtich sjassy?' rôp Francis út.

'Haha, dat sei Duke ek.'

Birdie sei: 'Men heart safolle ferhalen oer Duke, je witte suver net wat je leauwe moatte. Fertel ús ris krekt hoe't it is om mei him út te gean, Ada.'

'No, hij wie bêst aardich tsjin mij eigenlijk, neidat ik planút nee tsjin him sein hie en dat ik non wurde woe.'

'Wêrom bist dan meigongen?'

'Om him sjen te litten dat net elk famke in maklike proai is. Jakkas. Ik wurd der mislik fan te hearren dat alle famkes foar him falle. En wat dat spul mei dy Spanish Fly oanbelanget, ik leau dat dat gewoan grut bedroch is en dat wit er sels ek wol. It sit allegear yn har hollen.'

'Ellie Skenk tocht dêr net sa oer.'

'Dy? Dy woe graach leauwe dat se it dwaan moast.'

'Tsjonge,' sei Birdie, 'sa ha 'k der nooit oer tocht.'

Free leauwe syn earen net. Ada praatsk? Ada iepen en frij? En Ada dy't non wurde woe?

Francis sei: 'En dan te betinken dat dy earne Free de hele tiid smoar op dij wie, Ada. Heare noch ta.'

Ada sei neat. Der klonk wat gegniis fan de oaren. Free wie skokt sa oer himsels praten te hearren. Francis gong laitsjend fierder: 'No, ik ha altyd al sein dat Free bij dij nooit in kâns ha soe.'

Ada waard wat noartlich. 'O ja, tinkst dat?'

'No, of net soms? Ik wol dij jûn wol thúsbringe.'

'No, hoecht net, hear. As der ien is dy't mij thúsbringe moat, dan leaver toch Free.'

'Wat?' sei Francis wat stiif.

'Lykwols, helendal gjinien krijt dat rjocht. Ik wol nooit mear mei manlju te krijen hawwe.'

Birdie gnyske: 'Behalve dan dy iene kear mei Duke.'

'Dat wie om him in leske te learen. Dat arrogante meunster.'

Margaret Newinghouse moast laitsje. 'Hiest Ada der ris oer fertellen hearre moatten, neidat Duke har thúsbrocht hie.'

'Docht der no net mear ta,' sei Ada.

Francis sei: 'Do klinkst krekt as meist Free wol lije.'

'Doch ik ek,' sei se. 'Ik fyn him wol interessant.'

‘Mar de klean dy’t er oan hat. Allinnich mar ôflein spul. Man, it is gjin gesicht.’

‘Hâld no ris op oer him,’ snibbe Ada.

‘Do witst fansels wol dat er altyd nei dij sjocht, en prebearret eachkontakt te meitsjen.’

‘Ik wit dat er mij graach lije mei. Dat is syn goed rjocht en dat is it ek fan mij om noait in man te hawwen of trouw te wêzen.’

Francis koe der net oer ophâlde. ‘En hij wurdt sa lang. As in ôfwiking. Free de ôfwikeling.’

‘Miskien makket him dat wol sympatiker. Omdat ik fiel dat ik dat ek bin. In ôfwikeling. Oars. En dêrom tink ik dat ik non wurde wol. Of skoaljuffrou ergens yn de rimboe. Dêr’t gjin manlju om mij hinne binne. Manlju mei har smoarge fingers. Jakkes.’

‘Do bist net goed wiis.’

Birdie sei: ‘Soe it net wat wêze as Free dit allegear hearre koe?’

Jan sei: ‘No, dêr hoege wij net oer yn te sitten. Dy sit thús op bêd te lêzen.’

Birdie sei: ‘Dat lawaai dat we dêr hearden, dat wie Free miskien wol.’

‘Nee,’ sei Nap. ‘Ik ken Free en sa’n detektive is er no ek wer net.’

Free besleat dat er genôch heard hie. Hij begûn bij it hjitte-luchtroaster wei te gliidzjen. Syn learen jas makke sachte piipjende lûden op it linoaleum, mar net lûd genôch dat se it dêrûnder hearre koenen. Noch krekt op ’e tiid tocht er deroan om yn it tsjuster nei syn fulpinne te taasten. Dy fûn er bij de earste swaai fan syn hân. Hij fûn mei syn sokkefuotten it paad nei de doar sûnder gelûd te meitsjen. Syn skuon en oerskuon fûn er ek bij de balustrade. Oer de piipjende tree hinne stappend rûn er nei ûnderen. Hij gong op de ûnderste tree sitten en loek de skuon oan en de oerskuon.

Doe’t er stil troch de achterdoar en bij de achtertrep del rûn, seach er even nei it rût fan de kelder. It ljocht dêr brânde noch. Alde Trompetter siet noch altyd idioat te gnyskjen nei de springende flammen yn it kachelroaster.

Free ❁ 16

It wie de lêste skoaldei foar de krystfakânsje. It wie net te kâld bûten en Free besleat om de sân myl nei hûs te draven. Doe’t er op it hiem oankaam, wienen syn broers Everett, Albert en Jonathan oan it wurk. Alle trije wienen se bliid om him te sjen, mar de gesichten stienen somber.

‘Wat is der te rêden?’

‘Mem fielt har net goed.’

Free treau de keukensdoar iepen. Lytse Abbott boarte mei lytse Sherman ûnder de tafel. Der hong in hearlike rook fan farsk bakte bôle.

‘Mem?’

‘Hjir bin ik, jonge. Yn ’e sliepkeamer.’

Free loek de oerskuon en syn learen jas út en sette de mûtse ôf. Om de hynstehierren bank hinne fûn er it paad nei de sliepkeamer.

‘Soa, wer te hurd oan it wurk west, hê?’

‘Ja, soms krij ik it sa benaud hjir op ’t boarst.’

Free leunde tsjin de doar. ‘Mem, mem toch.’

‘Hoe is ’t op skoalle?’ Se seach him mei de helderblauwe eagen oan. Sa’t se soms die as se ferwachte dat er har wat opwinends fertelle soe.

‘Wol goed.’

‘Do sjochst oars wat ernstich.’

Free moast oan Ada Shutter tinke. ‘Alles is goed, mem.’

‘O, no’t ik deroan tink. Do moatst meikoarten in beslút nimme oer de tsjerke, witste.’

‘Ja, mem.’

‘It soe mij in grutte freugde wêze ast belidend tsjerkelid wurde soest. Mar do moatst allinne lidmaat wurde ast it echt wolst, en net inkeld omdat ik dat fan dij wol.’

Free knikte. Ada pluze oan de seame fan har blauwe sprieder. De sliepkeamer wie hast tsjuster. De brune ladekast stie as in swarte bizon yn ’e hoeke tichtbij. ‘No, ik kin no tink mar better fan bêd komme en iten klearmeitsje. Minsken noch ta. Der is noait rêst foar sûndaars.’

‘Sûndaars, mem?’

‘In grapke, jonge. Al haw ik hjoed ergens mei ynstimd dat ik miskien net dwaan moatten hie.’

‘Wat dan?’

‘Jim heit en ik ha hjoed in hierkontrakt tekene foar it heale perseel fan Hamilton oastlik fan de wettertoer. Bij de stêd. De lânhearre hat hjir hjoed west. Do witst dat dat stik lân ek fan Horace is, toch?’

‘Mem bedoelt, wat Boncourt hierd hat?’ Free gong helendal rjochtop stean. Syn hier kaam tsjin de boppekant fan de doar iepening oan. As er noch in eintsje langer waard, soe er begjinne moatte ûnder doarren troch te dûken. ‘Mem wit toch dat dat hiem dêr der noch suteriger útsjocht as dat de famylje Gore it hjir achterliet, doe’t wij hjirhinne ferhuzen?’

‘Ik wit it, jonge. It liket ús lot te wêzen om de rotsoai fan oaren op te rêden. Mar dat heale perseel fan Hamilton hat ien ding dêr’t ik nei útsjoch.’

‘Ja, wat dan?’

‘It hat oeral elektrys ljocht. Yn it hûs, yn ’e skuorre.’
Free koe der wol fan spue. ‘Alwer ferhúzje.’
‘No ja, kinst dij no better ferstrûpe en heit helpe.’

Doe’t se allegear nei it wurk yn ’e hûs kamen, seach Ada der better út. It iten stie op tafel te dampen. De jongere bern wosken hastich de wangen en de lippen en se kjimden har hier foar de spegel. De kachel stie noflik te brommen.

Sels noch noflikier wie it lûd fan Alfred doe’t dy it breames fan Ada slipe. Hij sei mei syn ploechskjirre-laits: ‘Frou, do litst dat mes sa stomp wurde dat jo dêr folslein komfortabel op nei New York ta ride kinne.’ Hij hie in handige manier fan slypjen. Syn slaggen wienen sa fluch dat se yn it lampeljocht skitteren. Se liken yn it stiel op te snijen en Free hie noch noait útfine kinnen hoe’t sok dwaan in mes slypje koe. Mar dat die it wol, want as Alfred klear wie, koe er in hier út syn earm lûke en dy op de farske snee midstwa snije.

Free wie de lêste foar de spegel. Hij hie koartlyn útfûn dat as er syn hier as Charles Lindbergh kjimde, hij fan ien fan syn draaiboarstels ôfkomme koe. Soms, as syn blonde hier presys goed teplak lei, tocht er dat er genôch op Lucky Lindy like om syn broer wêze te kinnen. Mar wat help him dat. Ada Shutter wie foar ivich foar him ferlern. Wylst er syn hier oan de foarkant yn in krol omheech kjimde, tocht er dat it miskien tiid wie om yn pleats dêrfan aardich tsjin Mabel James te dwaan. Mabel hie sacht gouden hier en sachte blauwe eagen.

De lêste pear moannen hie se tusken de lessen troch heel aardich tsjin him dien. Se glimke, en leunde tsjin him oan en liet soms in boek falle, sadat hij it opkrije koe. Se ried elke dei mei klassegenoat Chris Jackson nei skoalle, de nije honkbalstjer fan de Academy. Chris wie smoar op har, mar se woe neat mei him fan dwaan hawwe. Se hie de pest oan syn pûsterich gesicht, sei se. It kaam wol foar dat Mabel, as se him even allinne trof, suver miauke as in katsje. As se in sturt hân hie dy’t er streakje kinnen hie, dan soe se spind hawwe. Se siet altyd nei syn hannen te sjen, foaral syn lange fingers. No, hij mocht har wol, mar omdat er gjin auto hie en sij nachts noait yn ’e stêd bleau, koe er dêr net folle oan dwaan.

Op skoalle droech se de koartste rokken, sadat jo har moaie skonken sjen koenen en sa’t se op hege hakken tripple like se o sa seksy. Der stie in grap oer har yn The Westerner, it skoalkrantsje. Dy grap hie har o sa fan streek brocht. Se kaam dermei bij Free en frege him wat hij dêrfan tocht. Dy grap gong sa: ‘Mabel James: “Ik wol graach dy reade jurk passe.”

Ferkeaper: “It spyt mij, mefrou, dat is in lampekap.”

Se frege him: ‘Free, binne myn jurken te koart?’ Hij fûn fan wol, mar mocht dat graach sjen. Se hie geweldige skonken en it wie in nocht om dêr safolle fan te sjen.

‘No, jongeman, ast klear bist mei dijsels yn ’e spiegel te bewûnderjen kinne we miskien ite.’ Dat wie syn heit, dy’t him wer op ierde werombrocht. It iten thús wie altyd goed. Nei de tiid lange syn mem him de Bibel oer en sei dat er no wer bibellêze koe, no’t er in pear wike thús wie. De blausiden bledwizer lei midden yn it Heechliet. It makke him altyd wat ûnbehaachlik om dêrút foar te lêzen, oer twa boarsten dy’t as twa jonge reeën wienen, en twillingen dy’t tusken de leeljes weidzje.

Nei it gebed doeken de bern wer op har meccanospullen ôf oer de flier bij it oanrjocht, en syn heit en mem sieten even noflik te praten. De fraach oer de betsjutting fan har nammen kaam foarbij en Free wie ferrast te hearren dat syn namme en ek dy fan syn famylje in heel âlde betsjutting hie. Dat wie mear as in gaadlik hânfet. Dy namme wie al heel âld. Foarhinne, sei Alfred, sels lang foar Napoleon, waard dy útsprutsen as Alle-frede. As Free syn famylje de âlde útspraak holden hie, soe dy Alle-fredesoan hjitten hawwe. Dat betsjutte, neffens syn heit, “Alle soannen dy’t yn de frede leauwe”. Mar troch de tiid hinne wie de namme njonkelytsen ynkoarte.

Ada sei: ‘Dan betsjut de namme fan ús heit itselde. Alle frede.’

‘Soe wêze kinne,’ sei Alfred.

Free hong achteroer yn syn stoel te drôgjen oer syn famylje. Hij paste der foar op om net op twa poaten sitten te gean. Syn mem sei dat dêr gatten fan kamen yn it linoaleum. Syn heit en mem kamen no al aardich op jierren. Oer in pear wike soe har âldste soan, hijsels dus, sechtjin wurde. Dat betsjutte dat se santjin jier trouw west hienen. Santjin lange jierren tegearre. Se wienen no rap âlde minsken oan it wurden. Mei gauwens soe er har plak ynnimme yn syn eigen gesin.

Syn broers waarden ek fluch grut. Everett, no fjirtjin, wie omheechsketten as in jonge waaibeam. Everett hie de lêste tiid spul hân mei de nije haadmaster, Sid Trayer, fan de kristlike skoalle. Doe’t Alfred fernommen hie dat Sid Trayer op in dei de wrâldboll fan de skoalle nei Everett tasmiten hie, doe’t dy net in antwurd op ien fan syn fragen hie, hie er Everett thúsholden. ‘Lit dy spibelaamtner mar komme, as er dat wol,’ hie Alfred sein. ‘Dat fyn ik wol bêst. Dan stjoer ik de sheriff wol achter dy beul Sid Trayer oan.’ Dat Everett hie allinne mar de sechde klasse ôfmakke en Alfred hie him ta syn barge-oppasser makke. Everett moast derop tasjen dat de barga genôch te fretten krigen. Hij moast yn ’e winter ek har drinkwetter waarm hâlde en dat betsjutte dat er soargje moast dat de oaljelampe ûnder har drinkbak

noait útgong. Alfred wie o sa krekt op skjinne hokken en Everett moast it bargehok elke dei útmjuksje en farsk strie dellizze om op te lizzen.

Albert de Draaier, no tsien, wie in stevich baaske wurden, en koe goed mei ark en masinen omgean. Alfred joech Albert de frije hân yn it arkhok en bij de masinen. Hij sei dat er in talint hie om dingen te reparearen. Noch better, hij wie in baas melker wurden. ‘Man,’ sei er, ‘dy jonge kin net allinne in ko noch flugger melke as ik, hij krijgt der ek noch mear út. Dêrom ha ik him dy âlde Skopper melke litten. En witste wat? Dy âlde Skopper mei wol oer him. Dy hat sûnt dy tiid noait wer sa’n oanfal hân.’

Jonathan wie mei syn njoggen jier de grapkesmakker, grôtfol ûnskuldich kattedwea. Hij molk ien ko en mocht graach stikem nei de kat speetsje as se út har pantsje molke dronk. Hij hie der wol hûndert ferlechjes foar dat er noait genôch brânstof yn ’e hûs helle foar syn mem. ‘Mar,’ sei Alfred, ‘hij is toch de bêste aaifandeler oant no ta.’ It wie krekt as koe Jonathan riede wêr’t de hinnen ergens stikem in nêst makke hienen, heech yn de golle, boppe op it mais yn de maisdroechskuorre, yn de linnense rôle fan de skeavebinner yn ’e skuorre. Tagelyk wie er leaf foar Abbott en liet er him sjen hoe’t er stêden bouwe moast en diken en auto’s en treinen. En foar lytse Sherman. Jonathan wie suver in ferpleechster, sei Ada. Abbott wie in nuverenien. Hij wie samar lik en koe yn ien tel opspatte. Toch, no hast fjouwer, hie er ek al wat fan wiisheid yn him. As er lik waard, sprong er oerein en gong er ergens hinne, achter de beammantel of de reed del, en rekke sa allinne syn breinroerens kwyd. Dan, ienkear ôfkuolle, kaam er werom en wie ien en al glimkjen en wiete tuten.

Oer lytse Sherman wie noch net safolle te sizzen. Hij hie krekt rinnen leard. Hij hie heel fyn gouden hier, sa licht dat it as spinreachtrieden yn ’e lucht sweefde. En oan de strakke blik wêrmei’t er jo mei syn blauwe eagen oanseach wie al te sjen dat er grif in goed stel harsens hie.

De sneins dêrnei begûn bitterkâld. It wie sa’n tritich graden ûnder nul. Ada fiede har net goed en Alfred wie der net wis fan oft er de âld Buick wol op ’e tiid oan ’e praat krije koe, dat der waard besletten dat iderien de moarns thúsbliuwe soe en dat se prebearje soenen om de middeistsjinst fan healwei twaen bij te wenjen.

Om healwei tolven sei Alfred dat Free even meikome moast om him te helpen de auto te starten. Se pakten harsels yn yn har skieppefluezen en wollen wanten en gongen doe, elk mei in dampend tsjettelfol wetter, nei bûten nei de âld Buick. De jûns dêrfoar hie Alfred de motorkap mei twa hynstetekkens ôfdutsen.

‘We moatte dat ding mar even de sinne ynskowe,’ sei syn heit, ‘dan

witte we wêr't we nei sjogge. Boppedat waarmet de sinne him dan wat op.'

De tsjillen wienen bjusterbaarlik stiif, mar troch mei har beiden te triuwen en de kracht fan har fjouwer skonken te brûken troch dy skrap te setten tsjin de achtermuorre fan de garaazje, slagge it har om de âld auto kreakjend nei bûten te krijen.

Alfred smiet de tekkens derôf en iepene de kap oan de sinnekant. Hij pakte ien fan de dampende tsjettels en begûn dy stadich oer it sprûtstik te jitten. 'Alles is grif te stiif om der sels mar oan te tinken om de starter te brûken.'

'Nuver dat it wetter net op it izer befriest.'

'It wetter is te gleon en tsjin de tiid dat it ôfkuolle is, is 't der al ôfrûn.' Alfred geat de earste tsjettel leech. 'No de bûzjy en it gas ôfstelle en der dan even sa'n twa kear oan draaie. Free, lûk ris even oan de choke.' Mar doe't Alfred de slinger deryn stiek en him te skrep sette, koe er dy net rûn krije. 'Ferhip.' Hij gong wer rjochtop stean. 'No dan, jit dy oare tsjettel der moai sunich oerhinne.'

Free geat de tsjettel o sa stadich leech. It wie sa kâld dat er knypeagje moast om syn eagen helder te hâlden.

'No,' sei Alfred, 'no noch in kear.' Hij sette de slinger op healwei oan de rjochterkant en treau dy nei ûnderen en skuorde him doe wer omheech. Hij draaide, mar ek mar justjes.

'Godskes! Dat ding is echt kâld. No jonge, ik sil dij ris wat sizze. We jouwe him de gebrûklike behandeling, as frear it fyftich graden. We litte de oalje út de krukkast rinne en it alkoholmingsel út de radiator, en dan nimme we beide mei yn 'e hûs om it op de kachel op te waarmjen.'

Dat koste even wat tiid. Se moasten in pear lytse blikjes helje en ûnder de auto krûpe en twa ôftaapkraantsjes iepenje. De oalje sipere derút as wie it smarfet en it alkoholmingsel wie sjerperich fan de iiskristallen. Free syn fingerseinen waarden sa kâld dat er in kear ûnder de auto weikomme moast om te hanbûkjen om se wer waarm te krijen.

Doe't de twa blikken hast fol wienen, draaide er de twa kraantsjes ticht. Se droegen elk in blik yn 'e hûs. Alfred sette it blik mei oalje foar op de kachel tusken de briedpannen mei iten en it blik mei it alkoholmingsel achterop, sa fier mooglik fan de fjoerpot. Al gau hongen der wûndere roken yn de keuken. Ada sei dat it hûs roek as in kafee mei dronkelappen.

Fuort nei iten gongen Alfred en Free nei bûten om noch in kear te prebearjen de auto oan 'e praat te krijen. Alfred droech de oalje en Free it alkoholmingsel. Free draafde dêrnei werom om twa tsjettels mei nij koaitsjend wetter te heljen. Tsjonge wat wie it kâld. Syn toskten fielden oan as wienen se fan kâld stiel. Se geaten de waarme oalje en it waarme

alkoholmingsel deryn en dêrnei geaten se de twa tsjettels mei gleon wetter oer it sprútstik. Free pakte de slinger en Alfred stapte achter it stjoer om presys genôch gas jaan te kinnen. Free paste der goed op dat er de tomme achterút hold. ‘Hij kin dij in reis ferkeapje,’ hie syn heit him in kear ferteld, ‘en ast dyn tomme dan net achterút hâldst, pakt er dyn hân fol beet en brekt er dyn earm.’ Hij leunde fûl op de slinger. Ta syn ferbazing draaide dy maklik yn ’e rûnte. Hij draaide him fjouwer slaggen om. Bij de fyfde draai klonk der binnenyn in leech grânzgjend lûd en doe begûn de motor te razen. Hij gong glimkjend rjocht op stean.

Wylst de motor flugger begûn te rinnen siet Alfred foarsichtich de choke te regeljen. Hij hie de hannen fan in sjirurch as it der om gong te fielen wêr’t in motor ferlet fan hie. De útlaatpiip walme. Ada en de bern seagen troch it frije stik fan it noardlike keukensrút. Abbott drukte syn noas plat tsjin it griene rút. Doe’t se de útlaat walmjen seagen, haasten se har allegear om har oan te klaaien foar tsjerke. Doe’t de âld Buick helendal opwaarme wie, frege Free oft er de auto fan de garaazje nei de hikke foare ride mocht. Alfred sei dat dat goed wie. Even letter, doe’t se krekt allegear ynstappe soenen, ferbaasde Alfred iderien troch achtern by de bern sitten te gean, achter it sjauffeursplak. Ada, dy’t al foaryn siet mei lytse Sherman op ’e skoat, draaide har om en seach Alfred ferbjustere oan. De bern wienen skokt.

Mei syn hân yn in want striek Alfred in wûnder glimke fan syn gesicht. ‘No ja, ik fyn dat it njonkelytsen tiid wurdt dat Free in kear leart om nei tsjerke te riden.’ Hij knypeage nei Free, dy’t noch mei ien foet op de treeplanke stie. ‘Gean achter dat stjoer dêr, jonge.’

‘Ikke?’ rôp Free.

‘Ja, do. Ast him fan de garaazje nei de hikke ride kinst, kinst him ek wol de fjouwer myl nei tsjerke ta ride.’

‘Mar Alfred,’ sei Ada tsjin Alfred, ‘ús jonge autoride? Wat wit dy no fan autoriden ôf?’

‘Hnh,’ sei Alfred, ‘dy hat mij jierrenlang bij it riden besjoen as wie er de ynspekteur fan it Buickfabryk.’

‘O,’ sei Ada.

Free klom achter it stjoer. Hij fiede syn mem har eagen. Se seach krekt sa’t in ko sjocht as in hûn op har keal ôfkomt. Fol soarch hold se Sherman stiif tsjin har boarst. Sherman wie bewuolle yn twa wite wollen tekkens en dêromhinne ek noch in donkere hynstehierren tekken. Der wie allinnich mar in lyts healticht gatsje oan de boppekant te sjen dêr’t er troch sykhelje koe. Hij fiede ek hoe’t syn broers achter him like sekuer syn achterholle yn ’e gaten holden. Hij wie te ferklomme om himsels op te winen. Hij drukte de koppeling yn, sette de motor yn de leechste fersnelling, en liet him opkomme. De âld Buick kreakte, en rôle

grommeljend stadich fuort. Hij sette him yn 'e twadde doe't er de dyk nei de stêd opdraaide en doe yn de heechste bij de hichte del. Dat die er sûnder ek mar it minste lûd fan krassende fersnellings en sûnder ek mar ien kear te skokken.

Der sieten wat tsjilspoaren yn de dyk en op plakken wienen auto's troch snierichels batst, mar hij hold it stjoer rjocht. Troch de heldere sinne koe er dúdlik de lestige plakken foar him ûnderskiede. Der wie ek yn syn eachballen in helder ljocht oangongen. Dat hij koe alles twa kear sa dúdlik sjen. Hij fernaam dat er tiid bij de rûs hie om de boel te besjen en him klear te meitsjen foar needgefallen. Al fier fan tefoaren koe er de foartsjillen op de spoaren rjochtsje en de auto heel sekuer stjoere dêr't er him ha woe. Bij de folgjende hichte op wie er sa ferstandich om him in bytsje oan te trúnjen om de gong deryn te hâlden. It pedaal fielde oan as in tonge ûnder syn oerskoech. Syn gesichtsfjild ferbrede him en like 180 graden fan it op him ta kommende lânskip te omfetsjen, foaral bij de krúspunten.

Ut in eachhoeke seach er hoe't syn mem de hele tiid nei de teller seach. Hij die dat sels ek. Se gongen krekt fiifentweintich yn 'e oere. It hele ein nei tsjerke socht er de glêdste stikken út. Wat spitich dat der net ien belangryk persoan stie te sjen doe't er it tsjerkeplein opried. Hij ried nei syn heit syn wenstich plakje, loek de hânrem oan en sette de motor út.

'Hm,' sei Alfred út de stoel wei rjocht achter Free. 'Dat is wol ynoarder. Ik ha hjir absolút niks op oan te merken.'

Ada liet in sucht. 'Ja, do rydst goed, jonge. Mar wat fyn ik dat toch slim om ta te jaan dat ik de mem fan in jonge bin dy't al autoride kin. Wat wurde jo toch fluch âld evensagoed.'

'Ik woe wol dat ik ek in kear autoride mocht,' sei Albert.

'Sa is 't wol goed, hear,' sei Ada. 'Kom mar.' Se stapte út en de bern folgen har. Se marsjearde nei de grutte doar, mei de baby op 'e earm, en de oare fjouwer bern deun achter har. Se like krekt in âld briedhin dy't har pykjes meitroaide. Free gong mei syn heit nei de hynstestâl, dêr't de manlju graach hinne gongen foar in praatsje, foardat de tsjerke yngong. Hij fûn krekt as syn heit in lege stâl en wettere yn de poeierige hynstedong oer de flier. Hij moast wer tinke oan de dei dat er Clarence Etten en Tommy Holtup yn de hynstestâl betrape hie bij it pesten fan dy earmen âlde Tip. Dêrnei rûn er mei syn heit de tsjerke yn. Dy trêde it rjochtergongpaad del nei syn plak oan de súdlike ein fan har bank en hysels rûn it linkerpaad oer om oan de noardlike ein sitten te gean.

Doe't lytse Sherman bij it lange gebed wat drokte begûn te meitsjen, kipe er eefkes om te sjen oft syn mem woe dat er him meinaam nei de konsistoarjekeamer oant er wer rêstich waard. Mar yn pleats dêrfan

seach er dat se ien fan har be-iere boarsten út it jak tilde om him tate te jaan. Se naam dat tusken har twa fingers en stiek it yn lytse Sherman syn hungerich mûltsje.

Syn mem wie soms in heel hartlike mem.

Free ❁ 17

Begjin maaie hie rektor Hedges in fraach bij de godstsjinstoefening. Mocht ien fan de oanwêzigen syn heit syn auto brûke? Der wienen noch fiif famkes dy't gjin lift hienen nei de skoalpicknick. Free frege him ôf hokker fiif famkes. As ien fan har Mabel James wie, soe er der miskien sin oan hawwe om syn heit om de Buick te freegjen. Miskien koe er har op de weromreis, as er alle oare famkes ôfset hie, freegje om foar him te sjongen. Bij in foarjierskonsert fan de Apolloklup, in mingd kwartet, hie Mabel twa kear in solo songen, en sûnt dy tiid hie er har wer hearre wollen. Se hie gjin sterke stim, mar dy wie wol like helder en suver as dy fan syn mem. Wat Free oanbelange, wie syn mem de bêste. Dat wist er. Hij siet elke snein mar in lyts eintsje bij syn mem wei en har stim paste altyd presys bij de noat dy't de organist spile, wylst hast iderien fan de oaren der wat nêst siet.

Se song soms ek wol solo's, op de âldereinjûn fan de tsjerke, en dat ûntroerde him alle kearen wer as er har hearde. Se glied rêstich, as in koaninginne, it poadium op yn har lange blauwe japon en song der dan op los. Se wie op har bêst as se har twa leafste lieten song, "Moai Ohio" en "Der wienen njoggenennjoggentich skiep". Syn heit wie ek grutsk op har. Hij sei dat se sa goed song, dat se der wol in Edisonplaat fan meitsje koenen. Syn mem hie harsels leard om noaten te lêzen en se oefene soms op har âld oargel yn de moaie keamer.

Free wist noch mar al te goed fan dy kear op it gymnasium dat syn stim brutsen en wiksele wie. Dat wie noch altyd in pynlike herinnering, dat er bij dat ferneamde krystprogramma de wurden allinne mei de mûle foarmje moatten hie en net sjonge mocht. Lange tiid hie er mei it idee omrûn dat der gjin sprût muzyk yn him siet. Sels Sherm hie him opjûn as it op sjongen oankaam.

Sherm wie krekt as syn mem. Dy koe sa moai en suver sjonge as in fûgeltsje. Dy song ek solo's yn tsjerke. Guon fan de âlde minsken hienen spesjaal fersocht dat hij mei syn mem sjonge soe op de âldereinjûn. En fluitsje? Man. Dat wie in merakel. Hij krolle syn tonge oant dy op in barchje yn in lekken like, loek de lippen yn in strakke rûning, en blaasde derop los. Dat klonk as wienen trije

minsken yn harmony oan it kweeljen: in tenoar, in bariton, en in bas. Sherm mocht yn it bysûnder graach bij it melken fluitsje.

Nei in lang gebed frege rektor Hedges opnij: koe ien fan de oanwêzigen miskien de auto fan syn âlde hear liene?

Free stiek de hân op. ‘Do, Alfredson?’

‘Ja.’

‘Goed. Kom anst direkt nei ôfrin even op myn kantoar.’

It die bliken dat Mabel James ien fan de fiif wie. Allemachtich! De picknick wie de deis dêrnei, dat dy jûns lifte Free nei har nije hûs. De ien myl lange westkant fan it heale perseel fan Hamilton lei oan de oastkant fan Bonnie. En de iennige manier om dêr te kommen wie troch de stêd. Har lândykje wie de ferlinging fan de haadstrjitte, dy’t nei it oasten rûn bij in wite wettertoer fan sipressehout lâns, bij in lichte del, en dan wer in bytsje omheechrinnend. Dêrnei bochte de dyk om in reusachtige esk hinne nei it noarden en hold op foar de hiemhikke. De gebouwen fan de pleats stienen op in ferheging midden yn it perseel. Der stienen fiif beammen op it hiem, fjouwer eskdoarnen lâns de súdkant en in waaibeam oan de westkant. Dy inkele waaibeam hie wûnderlik genôch de foarm fan in ûnbidige poddestoel en smiet in perfekte skaadparaplu oer it dak fan it hûs. Yn pleats fan har post út in brievebus te heljen bij de dyk, moasten se dy no út in postkantoar helje yn it sintrum, ien myl fan de pleats ôf..

It wie in skok om alle fee en ark fan syn heit op in oar hiem te sjen. Mar it wurk wie itselde as altyd bleaun. Tsjin de tiid dat se yn it nije bûthús sieten te melken begûn Free him al wat thús te fielen. Hij wachte oant er syn twadde ko molken hie, foardat er syn heit frege. Hij hie leard dat as je in skoftke mei in oar wat dien hienen, dy oare dan better yn ’e stemming wie om wat foar jo te dwaan. Syn heit harke doe’t Free útlei hoe’t rektor Hedges spesjaal om ien frege hie dy’t de auto fan syn heit liene koe. Doe’t syn heit syn ko útmolken hie, kaam er oerein, liet de tuolle oer de grûn falle en sei: ‘Nee. Do bist te jong.’

‘Ferhip. Dan bin ik om ’e nocht thúskommen. Wat in tiidfergriemen.’

‘It spyt mij echt,’ sei Alfred, ‘mar sa is ’t.’

Free leunde fol walging tsjin de bûthúsmuorre oan.

‘En wat dat tiidfergriemen oangiet,’ sei Alfred, ‘wat seist fan al dy kearen dat ik op moandeitemoarnen frijnommen ha om dij nei de Academy te bringen?’

‘Stik.’

‘Jonge, do kostest mij in slompe jild dit foarjier op skoalle, noch boppe watsto mij kostest oan kost en ynwenning. Ik moast ien ynhiere om te helpen bij it ferhúzjen en it ynheljen fan it gewaaks. Dat as ik dij wie, soe ik net sa happich wêze om te freegjen om gunsten.’

‘Potferdoarje.’

Tsjin de tiid dat Alfred en Free, en Everett en Albert, it melken dien hienen en de molke skieden hienen, betocht Alfred einliks dat er ek oait jong west hie en fan famkes holden hie. Op sachte toan frege er: ‘Do seist dat rektor Hedges dij spesjaal frege hat om dy auto te brûken?’

‘Ja, heit.’

‘En do rydst mei ús auto mei de oaren yn dy optocht en dan wer werom?’

‘Ja.’

‘No, goed dan. Mar pas goed op, gjin gerees. Want dat wurd ik wol gewaar.’ De oare moarns ried Free om acht oere mei de âld Buick nei de foaryngong fan de Western Academy. De measte learlingen wienen der al. Se hienen klean oan foar bûten en hongen op it trottoir om. Hedges wie drok dwaande de auto’s yn ’e rige te dirigearen. Syn eigen auto, in Dodge, stie foaroan. Hij seach Free oankommen en swaaide nei him dat er oan ’e ein stean gean moast.

Birdie stie nêst in Ford krekt foar Free, mei de pet op de achterholle. Hij hie de pleatslike kapper bepraat om him syn iepen auto te lienjen. Hij hie in eachje op Joletta Ditcher, de jongere suster fan Ann Ditcher. Joletta siet yn de earste klasse en iderien fûn it wol wat nuver dat in fjirdeklasser mei in earsteklasser gong. Birdie hie dat ek frijmoedich tajûn. ‘O ja, ik soe graach bûsdoekje lizze mei har spylje wolle. Ik soe nei de oare kant fan de sirkel gean om har te fangen. As it moast.’

Free seach Joletta bij Mabel James en Nellie Underhill stean. Joletta har namme hie net op de list fan de rektor stien fan de famkes dy’t mei him ride soenen. Achter Mabel en Joletta en Nellie stie Winifred Bonner, mei Ellie Skenk. It kaam Free sa foar dat Joletta bij de oare fjouwer famkes stie omdat se mei him ride soe. Oarspronklik hie der in famke mei de namme Anne Dempster op syn listke stien. Ann Dempster, in poerbêste debater, wie sa ûnkreas as de nacht. Rektor Hedges moast de list feroare hawwe, en Ann Dempster en Joletta omruile hawwe. Man. Wat soe Birdie dat moai fine.

It waard doe ek Birdie dúdlik dat Joletta net mei him ride soe. Hij waard wat lilik en rûn op Free ta. ‘Hee Free, jonge, ik moat dij om in geunst freegje.’

‘Sis it ris.’

‘Lit mij op it lêste momint, krekt as we fuortride sille, Joletta wer omruilje nei myn auto. En dan nimsto Anne Dempster werom.’

Free wie him grutsk begûn te fielen op syn samling famkes. En dy Nellie Underhill wie ek net de minste. Dy hie net allinne in goed ferstân, mar ek in goed en waarm hart, krekt as syn mem. Hij hie fan

alles wat yn syn auto en der soe grif o sa drok praten wurde, foaral as Ellie Skenk mei har wylde ferhalen oer Duke Wangen begûn.

Birdie begûn te flaaikjen. Hij fronsele syn blauwe eagen in bytsje bijinoar achter syn brilleglêzen, sadat er presys op in readboarstke like. ‘Do wolst toch wol mei mij ruilje? We hawwe al dy jierren sokke goede maten west.’ Free glimke wat oan ien kant fan syn mûle. Hij moast wer tinke oan dy kear dat Birdie him net útnoege hie foar dat feestje mei Jan en Francis en Ada Shutter.

‘Nee. Ik mei al de famkes dy’t ik no ha wol lije.’

‘Wat woest dan mei dat hele stel útheve?’

Free kaam yn ‘e ferlieding om Birdie wat te narjen, troch tsjin him te sizzen dat er syn famkes ergens nei in prachtich stikje lân ride woe om har dêr allegear swier te meitsjen en om dan in heel nij superras te begjinnen en om der dan op út te gean om de wrâld te feroverjen, en om sa in jongesdroom wier te meitsjen. Mar nei wat neitinken fersmiet er dat. Birdie hie net de harsens om in deidroom te begripen. Minsken kwetse wie er better yn.

Rector Hedges kaam oantrêdzjen. Hij knypeage sa nei Free dat Birdie it net seach. ‘Alles ynoarder hjir?’

Birdie stoarre nei de grûn. En trape doe oeral grint oer Free syn boksen. ‘O ja, ik leau fan wol, eigenlijk.’

‘Goed. Do witst fansels dat ik Ann Dempster bij dij yndeeld haw.’

Birdie knikte. ‘Ja, wit ik.’

‘Ik tocht, jim beiden binne de debatingkampioenen fan ús skoalle en hawwe sadwaande in soad mienskiplik.’

‘No, o sa betanke.’

Hedges syn lyts fjouwerkantich swart snorke trille. Hij hie wille. Doe, nei noch in knypeachje nei Free, rûn er werom nei it begjin fan de karavaan en rôp lûd: ‘Goed dan! Ik leau dat we no allegear witte hokker auto ús tawiisd is, dat lit ús oan board klimme, op nei de wyldlannen fan Canton, Súd-Dakota.’

Mei in kalm glimke die Winifred de achterdoar iepen en gong mei Joletta en Ellie Skenk yn de auto sitten. Nellie Underhill en Mabel moasten sadwaande foaryn sitte. Nellie wist it ek fan Mabel en doe’t Free de foardoar iepene, wuifde Nellie Mabel earst nei binnen en gong doe sels bij de doar sitten. Tsjin de tiid dat Free oan syn kant ynstapt wie, mei Mabel yn ‘e midden, hie dy in heechreade kleur. It wie foaryn krap sitten foar trije. Nei in skoftke waard syn rjochterskonk waarm tsjin Mabel har bil. Se droech gjin picknickklean lykas de oare famkes, mar in koarte rôze jurk. Fanwege it plak dêr’t de knop fan de fersnelling omheech stiek, moast se dêr mei de knibbels omhinne sitte. Se hold de knibbels ûngefear in hânbreed faninoar. Ut syn eachhoeken koe er sjen

dat Mabel ek nei de knop fan de fersnelling seach en begûn te begripen wat dat betsjutte soe, as er begûn te riden. Se waard noch reader. Free fernaam dat de fjouwer oare famkes yn harsels glimken, op dy waarme manier dy't famkes hienen as se gelokkich wienen om in oar famke.

De auto foar harren skeat nei foaren en Birdie en Ann Dempster, de kampioendebaters, wienen fuort. Free starte de âld Buick ek fluch en sette him yn de earste. En jawis hear, de ûnderkant fan syn hân striek oer de sachte knibbel fan Mabel. Der wie gjin oare manier. Hij liet de koppeling hoeden los en se rieden fuort. Hij skeakele ek nei de middelste, sa't syn heit it altyd neamde, en yn de heechste. Hij hie der aardichheid yn om de knop yn syn goede gleuf te skowen. De glêde rûne swarte knop fiede bekend oan.

Alle fiif famkes seagen skerp ta watfoar autorider oft hij wie. Hij hold goed ôfstân tusken syn auto en dy fan Birdie foar him, en stoppe en loek op sûnder skokken, en prate flot oer it stjoer hinne as hie er al jierren autoriden. Doe't se de bocht noardlik fan Chokecherry Corner namen, murk Winifred op: 'No, Mabel, ik sjoch dat ús Sam Ruffman it klearspile hat om achter dij te stean yn ús mingd-kwartetfoto.

'Dy ferfelende klier.' Mabel huvere en draaide har om om Winifred oan te sjen. 'No moat ik de rest fan myn libben elke kear as ik yn it jierboek sjoch dy domme sokses dêr stean sjen.' Se huvere opnij. 'Ik kin him net útstean bij mij yn 'e buert.'

Winifred moast laitsje. 'Hij moast ôf achter mij stean ôf achter dij, en ik kin him ek net útstean.' Se wibele mei de holle. 'Ik kin mij net foarstelle dat ien mei him trouwe wol.'

Nellie sei: 'Hij sil wol ergens ien fan dy fluenske handelsreizgers wurde dy't in kommisje krijt bij wat er ferkeapet.' Alle famkes moasten laitsje.

'Ja,' sei Winifred. 'Duke Wangen wie teminste earlik oer wat er woe.'

Ellie Skenk lake even in pear kear koart. 'Mar as Duke úteinlik trout, wurdt er in goede heit.'

Joletta hold de eagen op de iepen auto foar har. 'Sjoch ris hoe't Birdie rydt.'

Birdie ried mei sin sunich en seach laitsjend nei har yn syn achterútspegel. Joletta sei: 'Free, lit ús him foarbijride en dan foar syn noas hingjen bliuwe. Dan kin er ús moude ite.'

Free skodholle. 'Hjoed net.'

Har rûte gong lâns de westkant fan Bonnie. Ta Free syn ferrassing seach er syn heit mei in lading nôt riden, bij de wite boerenôtsilo wei oan de Cannonball Spoardyk. Hij hold stil op de hoeke om de Academykaravaan foarbijride te litten.

Alfred seach daalk dat it syn âld Buick wie, en hij ûntdiek Free achter it stjoer. Syn gesicht mei de grize bakkeburden ljochte wat ferbaasd op. Doe't er al dy famkes seach, begûnen syn âldmanne-eagen echt te glimmen.

‘Hee,’ sei Joletta, ‘sjoch dy âld keardel ús ris oangapjen.’

Free wachte in pear tellen, en sei doe: ‘Dy âld keardel is myn âlde hear.’

Yn de achterútspegel seach er hoe't Winifred Joletta mei de punt fan de earmtakke yn 'e ribben pjukte.

‘It is wol goed, hear,’ sei er. ‘Mar heit is no presys de reden dat ik mei dizze buggy fan santich PK gjin kluchten úthelje wol.’

Mabel sykhelle rêstich nêst him. ‘Jim heit liket krekt op ús heit, Free.’ Har siken roerden justjes syn wangen.

‘Dy is ek boer.’

Free wie bliid dat syn heit fan syn gesichtspunt ôf op de sitpanne fan de wein net sjen koe hoe't Mabel de knibbels om de swarte knop fan de fersnelling hinne hie.

Mabel seach achterom nei de hege skeante, dêr't de wite toer fan Bonnie stie, en doe om har hinne nei de sacht gloaiende heuvels yn it westen oan de oare kant fan de Rock Rivier. ‘Dit is dus dyn lân, Free.’

Free mocht der graach oer hoe't har waarme skonk tsjin sines oan lei.

‘Wylst it, dêr't ik wenje, sa plat as de flier fan in balseal is.’

‘Mabel,’ sei Winifred, ‘hee, dat hast goed sein, oer dy balsealflier. Dat hie ús klassedichter Free hjir ek sizze kinnen.’

Free fûn dy stylfiguer ek net sa min. Dat wie no presys wêr't in kreas famke oan tinke soe.

Hij beskôge himsels as in ekspert op it gebiet fan stylfigueren. Van Rill hie it ôfrûne semester as ferplicht learboek Painter syn learboek oer literêre krityk opjûn. It wie in tin grien boekje en hij wie derfan begûn te hâlden. Hij mocht graach oan de rêch rûke, djip, en hij fûn de sachte aaiwite bledsiden moai, en ek de presize heldere letter. Mar it moaiste wie noch de styl fan de skriuwer en alles wat er te sizzen hie oer de ferskillende stylfigueren: metafoar, ferliking, allegory, parabel, synecdoche. Allinne in echte deidromer koe wurdearje wêr't it Painterboek echt oer gong. Birdie yn de auto foar him, bijgelyks, begriep syn bedoeling net echt. Dy woe daalk foarbylden fan ferbylding kategorisearje, yn hokjes stopje, wylst wat Painter yn 'e holle hie, wie om de skriuwer oan te moedigjen om ûntploffinkjes te hawwen, allegear ferskillende soarten, wat mear wat better, alles om dúdliker te meitsjen wat je tochten. Painter woe de skriuwer sjen litte, echt, wat der echt wier wie yn syn ferbylding.

In skriuwer begûn noait mei de gedachte dat er hjoed, eh ... ris in alinea skriuwe soe mei in pear metafoaren. In skriuwer kin oan syn stylfiguer nei de tiid in kaartsje hingje, mar noait foar de tiid. Birdie gong fan boppen op de dingen ôf, wylst de wierheid wie dat alle goede ûntploffinkjes fan ûnderen begûnen. Dromen en ferhalebetinken wie as in ikel útgroeie te litten ta in beam. De karavaan ried troch. Al gau rieden se nei it westen op de dyk nei Inwood. It lân begûn te gloaien en waard koart dêrnei rûch fan oansjen, en daalde úteinlik ôf nei de ravinen bij de Grutte Sioux Rivier.

‘Ik fyn dit lânskip noch moaier,’ sei Mabel.

Free moast dat tajaan. De steile rotsen lâns de Grutte Sioux wienen yndrukwekkend. Rjocht foar har, oan de linkerkant, riisde de internasjonale springskâns fan Canton omheech, dêr’t in Noar, Haugen, bij it skânspringen ferskeidene wrâldrekords sprongen hie. De âlde grutte dyk bôge nei de râne fan in ravyn en begûn dan nei ûnderen nei de rivier sels te slingerjen. Dêrûnder ljochte de stêd Canton op. Dêrachter lei it sljochte lân fan Dakota dat noait wer ophold. Free winske opnij dat er geboaren wie bij de Grutte Sioux yn pleats fan bij de Grutte Rock. Krekt noardlik fan har, mei syn hege fersprate heuvels, lei it lân fan de wetteloasheid, en hij fûn de ferhalen oer de skurkachtige famyljes dy’t dêr wennen romantiser as de ferhalen oer de famyljes mei har kampioensbargen om Bonnie hinne.

Der wie troch de picknickkommisje besletten dat de famkes ek honkbalspylje soenen. Der klonken gjalpen fan freugde fan de famkes en spotsk húnjen fan de jonges. De jonges moasten de kneppel linkshandich beethâlde en ek sa smite, om it earlik foar de famkes te meitsjen. It hie foar Ada Shutter gjin ferskil makke hoe’t de jonges spilen. Se koe net allinne drave as in jonge, se koe ek slaan as in goede earste slachman, en se struide mei homeruns oer it binnenfjild. Mabel spile net. Se socht in beamstomp op en siet goed twa oeren lang te sjen hoe’t Free mei de linkerhân homeruns besocht te slaan. Wûnderlik genôch wûnen de famkes mei 33 tsjin 27.

De hele dei skynde de sinne mei in giel ljocht op it griene lân en de wylde prommen wienen wyt en rûnen oer fan de swietrook, en de jirpelsalade en de pasteikes wienen geweldich.

Krekt doe’t de karavaan nei hûs ta ride soe, slagge it Birdie om mei Joletta yn syn iepen auto út te naaien. Ann Dempster hie besletten om de bus nei Sioux Falls te pakken en dat joech him de kâns om Joletta mei te troaien. Hij hie de hele dei al om har hinne strúnd en it wie him lang om let slagge om har oer te heljen yn syn auto te dûken, doe’t gjinien it seach. Hij hie syn auto mei sin foar oan de karavaan parkeard. Ien rôp har nei: ‘It noflikste paad nei hûs is it langste paad, jonges.’

Dat makke Hedges wekker. Hij joech Peter Brooks de opdracht om it fan him oer te nimmen en iderien netsjes fuortride te litten, en sprong doe allinne yn syn Dodge om Birdie en syn proai achternei te sitten. De learlingen fûnen dat in prachtige grap. De twa elkoar achternei jachtsjende auto's ferdwûnen achter in kolom fan stof.

Mabel hie op de weromreis net folle te sizzen. It wie te sjen dat se ynmoedich hope dat Free har freegje soe oft er har thúsbringe mocht, as se wer op it skoalterrein wienen. Sij en Nellie wienen dy moarns mei Chris Jackson nei skoalle riden en se hie der gjin nocht oan om dy jûns mei him werom te riden. Winifred loste dat probleem foar in deel op. Se frege om der yn it sintrum út te meien bij it kafee fan Jansen, dêr't Jack Faber op har wachtsje soe. Ellie Skenk besleat om tagelyk mei Winifred nei it kafee te gean. Men koe fernimme dat se hope dêr Duke Wangen te treffen.

Nellie holp ek mei. Se sei tsjin Free dat er har wol bij de foardoar fan de skoalle ôfsette koe, dêr't se wachtsje soe oant Chris der wie.

'Mij bêst,' sei Free. Nellie stapte út sûnder de doar ticht te dwaan of om te sjen. Mabel beweegde net. Se siet wat te triljen. Troch de noch iepen doar wyndere op in maaiesigentsje swietrokige klaverrook fan it lân achter de Academy nei binnen. Dat roek as de hearlikste muzyk. Mabel siet triljend te wachtsjen.

'Hoe fier is it nei jim hûs?' frege Free.

'Tolve myl ûngefear.'

Free seach even hoefolle benzine oft er noch hie. 'Ik tink dat ik miskien genôch oer ha om dij thús te bringen.' Hij glimke nei har en rikte foar har lâns om de doar ticht te dwaan.

De sinne sakke krekt ûnder de beammen fan Hello en skynde sydlings op it rôze gesicht fan Mabel, sadat har wangbonken waarm en trochskinend liken. Har eachlidden beven. Har eagen glommen him ta mei in blau dat sa sacht wie as in pear readboarstke-aikes. It wie grappich. Hij wie net echt fereale op har, mar wie suver noch senuwachtiger as sij wie. It gesicht fan dy rûne knop dy't tusken har sachte rûne knibbels omheechstiek, moast er fan switte. Hij twivele der net oan dat se it mei him dwaan soe. Se wie sa smoar op him dat se alles foar him dwaan soe.

'Mei ik dij dan thúsbringe, Mabel?' Har eagen gongen in tel ticht. Se krige in kaam.

'Ja, Free.'

'Goed. Sa't heit altyd seit, sturt omheech en hakken op.'

Har kleur waard wer normaal. En even letter barste se út yn fleurich laitsjen. Se song der suver fan, sa lûd moast se laitsje. 'Wat in nuvere manier fan sizzen, Free.'

‘Ja. Heit kin der soms bryk bijkomme.’ Hij sette de auto yn it wurk en se rieden fuort. Mabel bleau deun nêst him sitten. Doe’t er nei de tredde skeakele, sljurken syn fingerseinen fan de knop nei har knibbels. Hij loek se stadich werom.

Bûten de stêd, nei it oasten ta nei Sheldon op de âlde grutte dyk, moast se wol even oer Chris Jackson prate. ‘Dy sit sa drok mei syn hannen oan dij te typseljen as er dij allinne treft.’ Se kniep him even yn ’e earm om him fernimme te litten hoe ferromme as se wie dat se mei him nei hûs ta ried en net mei Chris.

‘Miskien hat er wat fan syn heit syn bloed urven. Syn heit en mem moasten trouwe, witste.’

‘O ja?’ Bij dy gedachte like Mabel nêst him op te swollen. ‘Hoe witsto dat?’

‘Us mem en syn mem wienen oait befreone. Mem sei dat syn mem in kreaaze frou wie.’

‘Hoe is ’t mooglik.’ Mabel wie oprjocht ferbaasd. ‘Wylst hij sa pûsterich en pokkerich is dat ... en mei dat ferskriklike giele hier en dat giele fel.’

It praat bleau de hele wei nei it hiem fan James hearlik delikaat. It tsjuster flijde in djip blau oer it griene lân en de stjerren kamen te foarskyn. It hûs wie al tsjuster. Der gloeiden pearsgeviis diere-eagen op yn de koplampen doe’t Free bij it hûs in swaai makke. Hij remme bij de hikke. ‘Jim folk liket al op bêd te lizzen.’

‘Ja.’ Mabel har lippen trillen. ‘Wolst der even ynkomme?’

‘Jawol.’ Hij sette de motor út en dôve de lampen. In blau tsjuster spjelde oer har hinne.

‘Of sille we gewoan yn ’e auto sitten bliuwe?’ Hij woe leaver net de kâns rinne dat har âlden fan bêd kamen en him sjen woenen.

‘Heit wol dat ik myn freon deryn noegje. En mem seit dat ik en myn freon altyd de moaie keamer brûke meie.’

Free knikte. Har âlden wisten dat Mabel har ûnder har eigen dak skuldiger fiele soe as se te fier gong. ‘Goed.’

Doe’t se bij de foardoar kamen, naam se him bij de hân en fierde se him de tsjustere keuken yn en dêrnei troch de wenkeamer, en úteinlik de moaie keamer yn. Se wisten alle meubilêr te ûntwiken. ‘Wachtsje hjir even,’ flûstere se.

Se treau him sacht op in sitbank del. Hij wachte, mei in hart dat út en troch in kear oersloech.

Even letter kraste der in lûsjefers en gong der yn de wenkeamer dêrnêst in lampe oan. Mabel wachte oant it flamke op de kous lykmjittich brânde en draaide it doe del, sa fier as mooglik wie sûnder it útgean te litten. It ljocht waard in flauwe giele feech op de kleden foar de ruten.

Se kaam werom. Har siden ûnderklean risselen, en se gong nêst him sitten. Dêr't se sieten wie it hast tsjuster. Free koe krekt de bôge fan har wangen ûnderskiede en de ljochtsjes yn har eagen. Har lippen wienen ferburgen yn it tsjuster.

Mabel sei: 'Mem sei dat ik ek in ljocht oan ha moast. Mar ik sjoch der gjin kwea yn om dat yn 'e keamer hjirnêst oan te hawwen.'

'Satan mei graach yn it tsjuster wurkje.'

'En guon jonges ek.'

Free fiede him wat teloarsteld. 'Bedoelst mij?'

'Bij dij is it oars.'

Syn eagen pasten har stadich oan bij it swakke ljocht. Oan de rjochterkant stie in fonograaf en oan de linkerkant twa skommelstuollen en in piano. Dy like nij te wêzen. Har âlden hienen dy grif foar Mabel en har muzykmeitsjen kocht. Hij siet dêr o sa stiif. Wat dienen je no? Mabel har eagen gongen hieltyd iepen en ticht.

Op 't lêst doarst er in Daniel te wêzen. Hij stiek de rjochterearm oer Mabel har holle hinne en lei dy achter har op de achterleuning fan de bank.

Mabel die de eagen ticht.

Se sieten dêr in skoftke, sij wachtsjend, hij stiif fan bangens en langst.

Uteinlik aaike se mei har sachte gouden hier tsjin him oan. Se woe net echt it inisjatyf nimme.

Free lei doe syn linkerhân op har knibbel. Se huvere. Har knibbels gongen wat faninoar; doe wer bijinoar. Hij tocht: 'God noch ta, we dogge it aanst.'

Se seinen gjin wurd. In klok op de skoarstienmantel yn de oare keamer tikke de sekonden ôf. Ergens yn 'e hûs kreake in ledikant. Wat letter kreake it hele hûs, ien kear, yn de flier. Der hong in rook fan motteballen en mohair. En ek de swiete gistrook fan in jong famke.

Hij skode de tomme in stikje boppe de knibbel.

'Menear Tomme liket wat in swalker te wêzen.' Har flûsterjen klonk wietich.

'Ja.'

Se lake sacht hymjend. 'Hij is ek wol wat nijsgjirrich, fynst net?'

'Dat komt, hij hat in skerpe noas.'

Se streake wer heel lichtsjes mei de holle tsjin him oan. Heit en mem soenen har grif ôffreegje wêr't er sa let úthong.

'Free?'

'Ja?'

Se stie yn bestân wat te bekenen. Doarst der doe net helendal mei troch te gean.

‘Free?’

Hij besocht te flústerjen; koe dat net. Hij makke de lippen mei de tonge wiet; koe it noch altyd net. Hjir siet er bij in famke dêr’t er fan hold en hij koe sels net iens flústerje. De freze om it Sânde Gebod te oertrêdzjen siet wol heel djip yn jo.

‘Free?’ Har stim wie sa sacht as farske bûter. Mei wilskracht, en opnij, skode er syn tomme wer in stikje omheech. Har knibbels gongen wer in bytsje faninoar; en sleaten wer.

Hij roek wer in soarte fan oare gistlucht omheechkommen. Der siet in fleuchje wylde roazen bij. Opnij skode er syn tomme wat fierder omheech. Dy rekke de râne fan wat rûns. Hij fielde noch wat fierder. Dat wie dêr’t se de boppekant fan har siden hoazzen omheechrôle hie. Dêrnei soe it bleat fleis wêze. Eefkes letter fûn har hân de boppekant fan syn hân, bleau dêr koart lizzen en taaste doe oer de râne fan syn tomme hinne om te fielen wat dy fielde.

Free fielde hoe’t se yn it tsjuster glimke troch de manier wêrop’t har wang tsjin sines beweegde. Sij moast ek hymje. Syn tredde skonk die slim sear. Hij kreunde wat bij himsels. Dit wie syn kâns en toch koe er him der net ta bringe om de folgjende belangrike stap te setten. Hij doarst eigenlijk wol, mar hij koe himsels net fan ’t slot krije. Hij waard ferskuorrend swier yn ’e holle. De wylde-roazegeur en de gistrook waarden sa tsjok, syn noas ferstoppe derfan. Hij soe no grif flaufalle. Hij frege him ôf oft er har net earst tútsje moast. Dat soe miskien it iis wol brekke.

Se fielde oan wat er tocht. Se pakte syn hân lichtsjes beet en loadste dy nei har bleate bil. Dat wie frijwat waarm. ‘Free,’ flústere se, smeekjend. Doe knabbele se oan syn earleltsje.

Op dat stuit ûntplofte er; wie even yn ’e sûs. Hij skokte yn syn heupen. Wat er besocht te ûnderdrukken. Sij fielde dat skokken. Suchte. Se wist wat der gebeurde wie. Hij fielde him beskamme en wie dêr djip ûngelokkich oer.

‘Miskien in oare kear,’ flústere Mabel. ‘As we better oan elkoar wend binne.’

Ergens yn ’e hûs kreakte der in bêd. Ferskillende kearen. Doe klonk der in manljusstim fan de oare kant fan de wenkeamer. ‘Mabel?’

‘Ja, heit.’ Se prate sa dúdlik en leaf ûnskuldich dat it wie as hie se helendal net intym west mei Free.

‘Is it net hast tiid dat dyn jongeman nei hûs ta giet?’ Har heit hie de lege ôfmetten stim fan in belangryk man lâns de haadstrjitte.

‘Ja, heit. Hij soe krekt fuort.’ Free woe oerein. Ta syn ferbazing gong dat net. Mabel fielde wer oan wat der te rêden wie. Se gong soepel oerein en rikte nei syn hannen, en holp him sa op syn fuotten. Bij

it sunige lampke yn de wenkeamer fûnen se it paad troch it hûs. Se naam him mei nei de foardoar en stapte even mei him nei bûten op de stoepe. Hij draaide him om om wat te sizzen. Mar koe inkeld mar wat mompelje.

‘Ik begryp it wol,’ sei se. Se stiek beide hannen omheech, loek syn holle nei ûnderen en tute him wiet op ’e lippen. ‘Wolterêsten, Free. Ferjit myn adres net.’

Hij stroffele nei de auto ta. Op ien of oare manier krige er de motor oan. Even letter ried er achter in pear koplampen oan de spoaren te sykjen op de goede kant fan ’e dyk. It slagge him prima om bij Boyden te kommen. En dan Hello. Tsjin de tiid dat er de draai naam nei it noarden bij Chokecherry Corner, wie er aardich bekommen fan it aaklige gefoel yn syn liif.

Hij wie krekt oer de rails hinne rôle fan it Thunderbolt-spoar, doe’t syn koplampen foelen op wat op twa auto’s like dy’t oan beide kanten fan de dyk de boel blokkearden. Dy oan de linkerkant stie yn syn rjochting, mei de ljochten út, wylst de oare oan de rjochterkant de oare kant út stie, mei de achterlampen oan. Hij rette dat de rider yn de linkerauto pech hie en dat de rider oan de rjochterkant stoppe wie om him te helpen. Hij seach om de linkerauto hinne ferskeidene bûslampen swaaien. Free gong rjochtop sitten. En skuorde de eagen iepen. It wie even krekt as skynden de koplampen fan de âld Buick út syn holle. Hij ried folle hurder as syn mem lije woe dat syn heit die, sa’n fyftich, en de âld Buick skuorde grint spattend tsjin de spatbuorden de dyk oer. Hij ried mei de tsjillen oan beide kanten fan de waskboerdsपोaren. Hij koe mar ien ding dwaan. De sleat yn. Hij ried te hurd yn it losse grint om op tiid te stopjen. Syn eagen skeaten nei links en doe nei rjochts. Mar beide sleatten wienen djip. Mei dy snelheid wie dat fêst syn dea.

Doe seach er wat. De linkerauto stie net tsjinoer de oare auto. Dy linkerauto stie sa’n tritich foet fierder op ’e dyk. Aha. Hij hoegde de sleat net te nimmen. Hij koe links om de auto oan de rjochterkant hinne swaaije en dan rjochts om de auto oan de linkerkant. Hij soe toch net syn heit syn prachtige Buick oan smots ride. Hij pakte it houten stjoer goed beet en draaide nei links. Hij fielde hoe’t de foartsjillen wat oer it losse grint glieden en stjoerde wat bij. Hij hearde it grint achter de achterspatbuorden útspuitsjen en liet de tsjillen wat slippe. Doe stjoerde er wer in tel rjochtút. En doe nei rjochts. Aha. Hij soe krekt genôch romte ha om de auto der lâns te slingerjen. As er de auto ûnder kontrôle hold, wie er der lâns. Mar goed dat er net op ’e rem wâde hie. It wie it bêste om egaal troch te riden en de motor te brûken om it spul ûnder kontrôle te hâlden.

Mar doe seach er ta syn ôfgriis noch in auto foar him stean. Oan de

rjochterkant, krekt as de earste auto. Syn koplampen lieten de reade achterlampen mar justjes opljochtsje.

Syn ferstân sei skerp: ‘Nim de sleat oan de rjochterkant.’

Mar syn hannen besleaten wat oars. Dy namen it oer. Se smieten it stjoer nei links, sa fûl dat er himsels mei de linkerearmtakke yn de mage stompte. De achterein fan de âld Buick gisele nei rjochts, hast yn in hoeke fan 90 graden oer de dyk. Wylst er de twadde auto oan de linkerkant foarbijried, beskynden syn koplampen de foarmen fan trije jonges, mei ferbjustere reade koppen, even deabenaud. Se stienen mei-inoar nei in lekke bân te sjen.

‘Hâld ’em,’ rôp Free skerp. Hij rjochte al syn wilskracht op de achtersjillen. As dy gjin hâld mear hienen, soe de achterbak fan syn auto sydlings tsjin de kûnt fan de tredde auto oanbotse.

En wer wisten syn hannen wat it bêste wie. Hoeden, as meat er it gewicht fan de auto ôf tsjin syn snelheid, draaiden syn hannen it stjoer lichtsjes nei rjochts, en soargen sa dat snelheid, wjerstân fan it grintoerflak, hoeke en dwerskracht allegear yn ’t lyk kamen, en se stjoerden de âld Buick presys troch it iennige gatsje dat der oer wie.

En hij wie der lâns. Alles wat er noch te dwaan hie, wie de auto wer rjochtút te krijen. God. ‘No, dat wie wat ik neam op it nipperke.’ Hij liet de auto in eintsje útride.

‘Dy stomme kloatsekken, om sa te parkearen. God noch ta, se moasten se oppakke.’ Hij ried noch in eintsje troch.

Hij betocht dat er, as it derop oankaam, wol deeglik fluch en goed tapakke koe. ‘Do hast dêr in heel aardige geheime liedsman yn dyn binnenst, besefst dat wol? As it moat, nimt er it oer en pakt er ta.’

Ada * 18

It wie de earste fan juny. De dei dat Free syn diploma krige. Ada wie grutsk op har âldste soan. Noch mar sechtjin en no al troch de high school hinne. De lêste pear moannen hie er him der goed bij jûn en wienen syn sifers better wurden: in 92 foar de tsjerklike doktrine, 90 foar bibelse kennis en maatskippijlear, 86 foar Ingels, 81 foar natuerkunde, en 78 foar Dútsk IV. As beleanning hie se mei Alfred besletten dat se syn earste nije pak mei lange broek foar him keapje soenen, in djipblau serzje. Se hienen ek in nij wyt oerhimd foar him kocht, in nije reade strik, in pear gouden mansjetknopen, en nije swarte oxfordskuon.

It wie in mylde jûn yn juny, dat koe net better, doe’t Alfred mei de Buick it tsjerkeplein fan Hello opried, dêr’t de plechtichheden pleatsfine soenen. De sinne gong yn it westen ûnder en skynde op alle gebouwen,

op wite beklaaïing of oranje bakstiennen, mei in opljochtsjende sitroenkleur. Se soenen it hûs des Heare yngean om te sjen hoe't har soan syn diploma krige. Dat liet Ada har hart opljeppe fan freugde.

Free hie frege oft er dy hjerstmis net mei syn maat Birdie Fowler nei college mocht. Ada hie earst net witten wat se sizze moast. Se hie op 'e tonge biten wylst se oer de takomst fan har jonge neitocht.

'Mem byt wer op har tonge, mem, en mem wit noch wol wat mij in kear oerkommen is doe't ik myn kin stjitte.'

'Ja, jonge.'

'Mei it dan? Mei Birdie?'

'We hâlde dat even yn berie. We ha de hele simmer noch om der oer nei te tinken.' Alle famyljeleden soenen fansels sizze dat it healwiis wie dat er nei college gong. Wa tochten de Alfredsons wol dat sij wienen, dat se in jonge op college ha soenen? Ada wist dat se net idel wie. En ek net te grutsk. It wie allinne mar sa dat se fan de Heare Jezus hold en him behaagje woe troch Him har earstberne soan oan te bieden ta Syn tsjinst.

Alfred hie, doe't er der yn tastimd hie om it heale perseel bij Bonnie te hieren, derop rekkene dat er Free de kommende pear jierren bij him hawwe soe. Mei al dy opgroeiende jonges, seis dêrfan, wie it no de tiid foar him om syn slach te slaan. Jo koenen gjin goedkeapere arbeiders krije as troch se sels grut te bringen.

'We kinne no mar better nei binnen gean, as we in fatsoenlik plakje ha wolle.'

Ada knippere mei de eagen, en kaam wer ta har sûpe en stút. 'Ja.' Alfred siet achter it stjoer glimkjend mei har te praten. Hij hie dy deis in bysûnder luchtich sin hân. 'Ja, do hast gelyk.'

'Ik wol graach de foarnaamste sprekker jûn hearre, dominy Lodge. Der wurdt bewearde dat er de mosken fan de hoanbalken sprekke kin.'

It terrein stie healfol mei auto's. De measte froulju wienen fuort nei binnen gongen, wylst de manlju bûten omhingjen bleauwen. De âlde hynsteskuorre wie ôfbrutsen, no't gjinien mear mei hynder en wein nei tsjerke ried, mar de manlju kamen noch altyd even gear dêr't dy skuorre stien hie.

Alfred rûn mei har de tsjerke yn. Hij fûn in plak foar har healwei it rjochterpaad en dêr gongen se op it ein fan de bank sitten. Alfred mocht graach nêst it gongpaad sitte, sadat er syn lange skonken út en troch even rjochtút stekke koe. Doe't de tsjerke hast fol wie, gong de doar fan de konsistoarjekeamer iepen en rûnen de diplomearden fan de klasse fan 1928 ien foar ien de tsjerke yn. Se marsjearden nei foaryn de tsjerke.

Alfred flústere achter syn hân: 'Dat bern fan ús stekt der boppe-út as in Abraham Lincoln.'

Ada glimke. Se seach hoe't de diplomearden foaryn yn twa rigen direkt ûnder de preekstoel sitten gongen.

'In kreas stel bern oars.'

Ada knikte. Se seach nei dêr't Free sitten gong. Sels bij it sitten stiek de jonge syn blonde holle boppe de oaren út. Se moast wer glimkje om hoe't syn wjerstribbige draaiboarstel net plat lizzen bliuwe woe. Har eagen rûnen fol mei leafde foar har jonge. Hij wie noch sa ûnkundich fan de wrâld, en fan alle bodzjen en noed dy't foar him leinen, lykas wat sij en Alfred meimakke hienen. Der siet wat nuvers yn de jonge dat se net helendal befetsje koe. Dat ûntkaam har justjes. En dat wie net omdat er fan in oar geslacht wie, mar mear omdat syn geast him mei ûnierdske dingen dwaande hold. Se hope mar dat dy kant fan him net fan de duvel wie. Se hie dat ien kear oanfield yn de heit fan Alfred en yn syn stoefe libbenshâlding en libbensskôging. Yn sekere sin like it ek op har eigen heit syn hartstochtlik sykjen om God syn wierheid. Ja, Free hie in protte fan beide pakes.

Der wynderen alderhande luchtsjes troch de tsjerke, fan âldeklonje, pipermuntsjes, farske tarresjippe, en de fuotten fan ien. De lampen boppe har smieten in mylde gielige gloede oer al dy hollen. Alfred sloech de skonken wer oerinoar. Hij wreau op in knibbel dêr't er dy te lang tsjin de bank foar him leund hie.

Rektor Hedges marsjearde nei binnen, folge troch dominy Lodge, de sprekker, en dominy Marcellus Weathers, de presidint fan de Western Academy Feriening. Yn plechtige staasje setten se de trije stappen bij it poadium op en gongen doe sitten op de swartlearen troanachtige stuollen achter de preekstoel. Achter har rigen de koperen pipen fan it oargel. Alle trije sieten se even neitinkend nei it publyk te sjen. Krekt op dat stuit skynde de ûndergeande sinne horizontaal troch de hege ruten op it westen en wurp trije feloranje ljochtbondels de tsjerke yn, en boarre troch de sachte gloede hinne fan de kandelaars boppe-yn. Dy gloede sette dy trije mannen apart fan de oaren. Se sieten op in eigen koperen wolk. Doe, mei in blik op de grutte klok achter yn de tsjerke, riisde rektor Hedges oerein, rûn nei foaren nei de preekstoel en kundige oan dat se psalm ien sjonge soenen.

"Hij is as in beam oan wetterstreamen plante, dy't syn frucht jout op 'e tiid; dêr't it grien net fan ferwylget. Alles wat er docht, bedijt." Ada fûn it lûd fan koaren prachtich. Foaral de jonge diplomearden foaroan songer der lustich op los.

De earste opmerkings fan dominy Lodge syn opdracht oan de diplomearden wienen wat in teloarstelling, fûn Ada. Free hie har ferteld oer dy syn smyt-mar-de-earste-stien-nei-mij-en-myn frou-preek en se hie wat libben fjoerwurk ferwachte.

It algemiene idee fan de-earste-dy't-in-stien-smyt wie Ada it mei iens. Dat wie de reden dat se der sa'n punt fan makke hie om neef Garrett en syn frou Laura op de kofje te noegjen, neidat se yn tsjerke opbychte hienen. Se wist noch goed hoe fergrime, ja sels gewoan aaklich, in soad fan 'e tsjerke west hienen dat se sa gau sa freonlik wêze doarst tsjin dy smoarge hoerearders. De minsken woenen de lêste drip fernedering út dy twa earme ferdwaalden knipe. Mar se hienen har straf betelle en moasten no bij God syn útferkeazenen teld wurde. En fansels dy berntsjes dy't te ier geboaren waarden bij sokke dwerse pearkes, dy sachte alderleafste skepseltsjes, sa ûnskuldich dat sels har pis bij de berte sa suver as reinwetter wie ... no, wa koe no sa wreed wêze om te easkjen dat ek sij straft wurde moasten? Op dat iene punt doarst se it ûniens te wêzen mei de lear fan de Lytse Tsjerke, dêr't stie dat de straf foar de sûnden fan de âlden besocht wurde soe oan de bern oant it tredde en fjirde geslacht.

Har boarsten begûnen wer fol oan te fielen. Se hie lytse Sherman krekt foardat se fuortgongen noch it boarst jûn yn de hoop dat hij op syn folgjende beurt wachtsje kinne soe oant se weromkaam fan de diplomaplechtichheden. Se hie besletten om ris in kear allinne mei Alfred nei in programma te gean, dêr't se sûnder memmenoeiden ûntspanne koe. Gewoan sitte en genietsje. Al hold se fan it folle gefoel yn har boarsten. Dêr koe gjin oar gefoel tsjinop.

‘Amen.’

Wat? Heden! Dominy Lodge hie syn opdrachtferhaal al dien. God noch ta, behalve de iepeningswurden, dy oer dat je der wis fan wêze moasten dat jo jo libbensbeam bij in rinnende beek plantsje moasten, hie se it sintrale tema fan syn taspraak mist. En no wie se der noch wol grutsk op dat se altyd nei elk wurd fan in sprekker harke. Dominy Lodge kundige it diplomaútrikkingsliet oan: “God hoedzje jim oant wij wer moetsje”.

Ada fûn dat liet o sa tapaslik. Dy stoere jongelju dy't har mei gauwens oan alle hoeken fan 'e ierde ta ferspriede soenen om har oanwiisde libbensdoel stal te jaan, moasten witte dat God bij har wie.

Doe waard de klasse frege om stean te gean. Yn in paslike stilte, sa rêstich dat men in balke boppe yn de tsjerke kreakjen hearre koe, lies rektor Hedges de nammen op. Ien foar ien, mei sa'n tsien stappen dertusken, rûnen se nei foaren dêr't dominy Weathers, as presidint fan de Western Academy Feriening, yn lange swartklaaide plechtsteatlikens de diploma's mei syn linkerhân oerhandige en fûstke mei syn rjochterhân. Tsjin elk sei er itselde: ‘Lokwinske en Gods segen.’

Free wie ien fan de earsten. Hij stoep út de út de bankjes rinnende rige wei en trêde nei de trije treden fan it poadium. Dêr wachte er op it

neamen fan syn namme, ‘Alfred Alfredson,’ en klom doe bij it trepke op. Hij beweegde mei syn lang stal oer it poadium en naam it diploma mei ien hân oan wylst er mei de oare fûstke. En rûn doe fierder.

Har soan. Fleis fan har fleis.

Ada hie dy nachts noch skerp foar de geast hân dy kear doe’t se yn leafde foar har man weak wurden wie en syn omearming ûntfongen hie – doe’t dy triljende soan yn har oanset wie, dy’t dêr as in Saulus fan âlds boppe al dy oaren útstiek. Dy blonde holle dêr mei syn twa dwerse boarstels, mei syn nuver stel harsens, mei syn frjemd gearmjuksel fan ûnskuld en ûndogenskens, dy blonde holle wie ienris yn har bûk begûn, in neatich ikeltsje dat syn woartels yn har memmeskoat treaun hie en syn sprûtsje omheech wrotten hie, oant it úteinlik útgroeid wie ta in seis foet lange iik. En noch altyd trochgroeide. Mocht God him in machtige iik wurde litte, en takomstige lytse útsprutende ikeltsjes yn him bergje litte.

De klasse fan 1928 bleau stean wylst dominy Weathers har allegear ta ‘graduates’ beneamde. ‘Lit ús de holle bûge yn in tankgebed bij dizze bysûndere gelegenheid.’

Nei de tiid kamen freonen en famyljeleden yn de tsjerke nei foaren om har te lokwinskjen. Free moast gûle doe’t Ada en Alfred kamen om te fûstkjen. Ada wie ferbjustere dy triennen te sjen. Dy makken dat alles de muoite wurdich west hie.

It hûs op de hichte wie tsjuster doe’t Alfred nei de hikke ta ried. Dat betsjutte dat de bern al sliepten. Moai sa. Ada en Free stapten út en rûnen tegearre it paad op, wylst Alfred de auto fuortsette.

Ada stapte op ’e taast de tsjustere keuken yn en fielde boppe har holle nei it ljochtkettinkje. ‘Elektrisiteit is prachtich,’ sei se, ‘behalve dat jo suver noch altyd in lúsjefer oanstrike moatte om it kettinkje te finen.’ Se fernaam úteinlik it kideljen fan it kettinkje en griep it fêst, loek deroan en fuort baaide de giele keuken yn it ljocht. Free sette syn koffers del. Hij glimke nei it slingerjende ljocht.

‘Wat in jier. Ik helje myn diploma en myn famylje hellet elektrys ljocht op ’e pleats.’

‘Ja. Gjûn stjonkende piteroalje mear te griemen.’ Se glimke nei har lange soan nêst har. Syn nij blau pak paste him presys. Nettsjinsteande syn lingte seach er der yn har keuken swierich út.

‘No, mei ik dyn diploma sjen?’ Free loek it út syn koffers. Ada rôle it út oer de tafel hinne.

‘Jonge noch ta, wat in belangryk útsjend dokumint.’ Se fielde de waarmte dy’t der fan Free útgong. Dat ûntroerde har.

Alfred stapte krekt doe’t se lûdop it elegante sierlike perkamint

foarlies de keuken binnen; ‘Hjirmei ferklearje wij dat Alfred Alfredson it ûnderwiis oan de Western Academy mei goed gefolch ôfmakke hat en dêrmei rjocht hat op it Diploma hearrend bij de neamde Underwiisynstelling. Utrikt op dizze earste dei fan juny, AD 1928, yn Hello. Gary Hedges, rektor. De earwearde Marcellus Weathers, Presidint.’ Free seach syn heit fansiden oan.

Alfred glimke nei wêr’t it skriuwen oer de iepene perkaminten rôle floeide.

‘Ik woe wol dat ik leard hie om myn sjeks sa te ûndertekenjen. Dan soenen se op in echte postwiksel fan de bank lykje.’ Free moast laitsje. Ada moast derom glimke dat har twa lange manlju tegearre sa’n bêst sin hienen. Alfred rûn nei de kachel en kloppe de piip yn de fjoerpot út. ‘Jonge, ik bin fan ’e jûn grutsk op dij. Ik ha sjoen datst skerp nei dominy Lodge harke hast wat dy te sizzen hie ... de hele tiid.’

‘Tankewol, heit.’

Alfred lei de piip op it kezyn. ‘No, ik tink dat we ús no mar deljaan moatte. Moarn moatte we mei dat ploegjen begjinne.’ Free en Alfred makken risselwaasje foar op bêd.

Ada tocht even nei, en rûn doe glimkjend nei har sliepkeamer, dêr’t se de sliepende baby út syn ledikantsje tilde. Hij wie net wiet. Moai. Se gong op har favorite skommelstoel sitten bij de iepen stoepedoar. Ut de fiere fallei kaam in sacht sigentsje oansetten dat justjes troch it miggegaas wyndere. Se knope de jurk iepen en tilde har linkerboarst derút, it boarst dat oer har hart lei. It wie sa fol, it die der sear fan. Der wâle in dripkje molke nei it oerflak fan de spien. Dat kontakt fan de wiete spien op Sherman syn sachte rôze lippen wie krekt toverjen. Yn in omsjoch stieken de lipkes nei foaren en fuort wie de spien. Bij it skommeljien folge Sherman syn lyts rûn mûltsje it boarst nei foaren en nei achteren.

Se fiede de libbensmolke út har lekken en yn de baby rinnen. Se fiede ek, de oare kant útfloeiend, tsjin de molkestroom yn, út de baby wei in libbensweach oprizen en har lichem binnenwâljen. It wie krekt as joegen se elkoar in transfúzje. Se glimke nei it lytse sûchmasyntsje. Seach hoe’t de lytse rôze fingerkes har be-iere boarst beknien, ûnwillekeurich. ‘Ja, mantsje, drink no mar no’t it noch kin. Want ik tink dat it tiid is dat we dij fan ’t boarst ôfwenne. It hat no al hast achttjin moanne duorre, jonkje, en dat is langer as dat ik de oaren it boarst jûn haw.’ De rôze eachlidden gongen wat iepen. Molkeblauwe eachbollen draaiden. De eachlidden sleaten har wer.

‘Ja, do, do alderaardichste lytse doerak, do. Do witst dat ik o sa fan dij hâld, toch?’

En do hast gjin probleem dêr dyn foardeel mei te dwaan, hè?’ Se

skodde de spien even boartlik hinne en wer yn syn mûltsje. ‘Ja, en letter, ast âld genôch bist om op myn fuotten te stappen, dan bist ek âld genôch om op myn hart te stappen.’ Se suchte in sucht fan mylde berêsting. ‘Mar dat is miskien sa’t it heart. Elke generaasje hat syn eigen geweten en moat dêrneffens libje.’ De moanne wie opkommen. De sachte eskdoarnbledsjes bûten trillen. Yn it nachtsjuster stampen de hynders. It lange stik greide fierderop lei dêr as in oersulvere griene mar. It luzernegers bloeide en de rook dêrfan wie in himelsk parfum. Simmers wie it lân krekt in mantsjefazant, kleurryk en helder. Spitich dat oer it algemien de winter op it lân as in wykfazant wie. Dat sei net folle goeds oer de frouljusgeast. Wer ien fan dy suver ûnrjochtfeardige mystearjes fan God. Wyt bloed út har ieren floeide de baby yn.

Se soe fan it nije plak hâlde. Miskien, no mei har âldste soan in pear jier thús, soenen se dan toch mei har allen in gelokkich libben hawwe, bodzjend yn ‘e sinne ûnder God Syn leafde. Wat hearlik wie it dizze dagen om bij Alfred te libjen. Neigeraden se âlder waarden, foel er har hieltyd minder lestich. Se wist noch hoe teloarsteld se west hie yn har earste jierren tegearre. Hij hie sa hertstochtlik en fjurrich west. Alle kearen as se har yn ‘e sliep omdraaide, stjitte se tsjin syn hurde bonke oan dêr. Wêrom hie God sa’n fûle oantrún yn guon manlju skepen om te kohabitearjen, wylst Er tagelyk hjitten hie dat se allinne de leafde bedriuwe mochten as se fuortplanting yn ‘t sin hienen, Syn Fuortplanting, omdat hij de Skepper wie? Dat wie in riedsel. Want as se Alfred net geregeld syn wille tastie, dan waard er noartsk. Karen har man Kon wie folle mear de ideale man. God Syn soarte man. Ada hie wolris heel jaloersk op Karen west. Mocht God har dat ferjaan, mar miskien hie se sels wol fereale op Kon west. Op in spirituele manier, fansels.

‘Doe’t ik noch in lyts famke wie, woe ik myn hele libben lyts bliuwe. Ik woe noait grut wurde. Wat hie ik it mier oan dy lapkes foar it blieden en sa. Ik woe noait grut wurde en frucht drage.’ It sobjen oan har boarst fiede noflik. Se fernaam dat har linkerboarst hast leech wie. Se draaide it berntsje om en liet him oan har rjochterboarst sobje. Al gau fiede syn ruft tsjin har earm waarm oan. ‘Hee, do lytse smycht, do hast yn ‘e broek pisse.’

Soms, as se har bysûnder iensum fiede, en ferlet hie om oanrekke te wurden, krige se de baby op en joech se him it boarst. Dat fûn se prachtich, it boarstjaan. It wie de iennige tiid fan ‘e dei dat se it oan tiid hie om nei te tinken.

Soms beswymde se suver wolris fan nocht bij dat entûsjaste sûgen. Al har gefoelens, har hele geast, liken yn har spienen bijinoar te kommen. Der hie mar in fonk noadich west, sa’nien dy’t je krigen as jo

in ljochtkoardsje oanrekken neidat je oer in tsjok kleed rûn wienen, om har ûntploffte te litten. Se frege har ôf oft dat it wie dat Alfred fielde, as er op har faninoar tearde billen omfjouwere en tsjin 'e ein sa ferhearlike kreunde.

‘Ja, Kon is in aardige man, mar yn Alfred ha ik no in man dy’t ek ripe is ta in aardige man.’

Dy kearen dat se him út 'e krante foarlêzen hie, en dat er dan yn 'e sliep fallen wie, en se him dêr dan om beskrobbe hie – ‘Dat do tinkst dat ik dij allinne mar foarlês om it lûd fan myn eigen stim te hearren –’ hie er beard dat er de hele tiid wekker west hie. Hij hie net wollen dat se tocht hie dat se om 'e nocht tsjin de lucht sitten hie te lêzen. Ja, hij wie wol echt in sachtmoedich man. Hij wie ien fan dy manlju dy’t mei moersleutels en fettige masines wurkje koenen en noait har fingers snijden. Hij koe soms syn overal de hele wike drage, sels bij it dongjen, en him toch skjîn hâlde. Hij hie altyd skjinne hannen. As er it even oan tiid hie, siet er syn neilen te knippen. Der hong gjin switlucht om him hinne dat makke, sels net nei de hele dei switten te hawwen. Behalve syn pikswart hier, no wyt, hie er de hûdkleur fan in Kon, in wite hûd, hast froulik.

Se hie der ynienen ferlet fan de tún yn te rinnen en in farske sipel út te lûken. Nei in buoi wie der gjin grutter lekkernij as yn it wite boppestikje fan in sipel te biten. Bij it tinken oan hoe’t dat yn har mûle knapte, moast se sa flybje dat se ferskillende kearen slokke moast. Se hie no de leeftyd dat oantinkens oan oare tiden hieltyd faker bij har boppe kamen. Der sloep in nije rykdom har libben yn. Guon oantinkens, as dy hieltyd weromkamen, wienen as ûnferwachte harpenoaten. Dy kamen midden yn wat soms in grutte stilte fan wurk wie. Dy harpenoaten joegen har in langst om op te stigen nei it ingelryk.

It sûgen oan har boarst wie opholden. It berntsje wie yn 'e sliep fallen.

En no dy Karen. As je har seagen, soenen je tinke dat se neat slûchslims yn har hie. No, net dus. Ada wie der wis fan dat Karen har gefoelens foar Kon ret hie. It like Ada ta dat Karen, doe’t sij en Kon de simmers dêrfoar bij har útfanhuze hienen, wat te bot opwûn west hie, sels wat te besitterich wat Kon oanbelange. Om de ien of oare reden wie Karen ek altyd wat te nijsgjirrich oer har relaasje mei Alfred. Dat hie wat ûngesûns oer him. Karen woe altyd mar witte wat Alfred fan har ferge, as ferlike se dat heimlik mei wat har man Kon fan har ferge.

It berntsje sûgde yn 'e sliep even sacht oan har spien. In tel letter even goed fûl. Doe glied syn mûltsje wer súnstjes fuort. Har hart die itselde. Dat kloppe ien kear sacht; hold op; sloech doe ien kear, heftich, yn har boarst. En stoppe. Se koe noch krekt ien lûd útbringe.

‘Alfred!’

Se kaam stadich wer bij. Har geast wurke as in sinne dy’t in mist fuortbrânt. Alfred hold har yn syn earms fêst. Se koe him rûke yn syn nachthimd. It berntsje lei oer de flier te balten. Hij moast fan har skoat rôle wêze en oer de flier trûzele. Alfred skodde har hinne en wer.

‘Wat wie der te rêden?’

‘Ik-wit-net-Alfred. Myn hart sloech ien kear nuver en doe bin ik yn ’e sûs rekke.’

‘Sis dat wol. Doe’t ik hjir kaam, leisto yn de skommelstoel as in sek wyt moal.’

‘Ik-ha-sa’n-nuver-gefoel-Alfred.’

‘Do roptest heel lûd en doe hearde ik de baby oer de flier fallen.’

‘Ik kin mar net goed siken krije. Ik-ha-ferlet-fan-mear-lucht.’

‘Hjir dan.’ Alfred droech har nei de stoepe. ‘Sa better?’

Ada klaude nei de miggedoar. ‘Mear lucht. Bring mij nei bûten op it hiem.’ Alfred treau mei de earmtakke de miggedoar iepen en droech har nei bûten, dêr’t er har yn it gers lei.

‘Sa better?’

‘De baby.’ Se gappe nei de siken.

‘Lit him mar raze. Salang’t er raze kin, is der neat te rêden mei him.’

Se gappe en gappe nei de siken. Har brein sweefde as fansels bij har wei. It wie in mist.

‘Ada?’

‘Ik ha oer de hele lea sa’n nuver doof gevoel, Alfred.’

Alfred roste har oer de polzen. ‘Ik kin mar better de dokter belje.’

Se hime. ‘Wacht.’ Stadichoan loek wat dat op dripkjes glinsterjende dauwe op in hiernetsje fan tichtbij like fan har omheech en feroare yn stjerren oan de himel.

‘Ik kin him mar better belje.’

‘Nee. Ik begjin mij al better te fielen.’

‘Bist der seker fan?’

‘It is altyd sa djoer om in dokter te roppen.’

‘Net as it om dyn libben giet, Ada.’

Se seach omheech nei de loft. ‘Sjoch al dy stjerren ris. Ik hie noch nooit beseft dat der safolle fan wienen.’ Se sykhelle ferskeidene kearen djip, helendal nei binnen ta. Har holle begûn op te klearjen. ‘Noch dat se sa dierber wienen.’

Alfred seach nei har. ‘We kinne no better de baby opkrije foardat er helendal oer syn toeren rekket,’ sei er. ‘Bist der seker fan datst no wer ynoarder bist?’

‘Ja.’

‘Goed dan.’ Hij holp har oerein.

Sa gau’t se koe, joech se de baby wer it boarst om him del te bêdzjen.

Ada * 19

Alfred kaam thús fan de stêd mei de post. Hij rôp Free út ’e skuorre wei. Ada wie krekt nei bûten stapt om de jirpelskilen yn de ôffaltûne te smiten.

‘It iten is noch net klear. It is noch mar kertier foar tolven.’

‘Wit ik. Ik ha hjir in pakje foar him. Fan syn muoike en omke.’

Ada sette it jirpelbakje op ’e kop op it droechrak. ‘O?’ Se fage har hannen droech oan har skel en hold de hân op foar it pakje. ‘Lit mij ris sjen.’ Der stie yndie it poststimpel fan Whitebone op. It wie in lang en smel pakje. Kon hie it adres derop skreaun yn syn wenstige sekuere hân: ‘Oan de hear Alfred Alfredson VII.’

Free kaam oanrinnen mei syn lange stap. Hij hold stil bij de hikke om syn hakken op de skuonneskraber skjîn te meitsjen. De mei it skerpe útein yn it betonpaadsje setten âld skoffel kraste elke kear as er derop trape mei de ûnderkant fan syn skuon. ‘Wat is der?’

‘Ik tink datst in kado fan dyn omke Kon krigen hast.’ Ada oerhandige him it pakje. ‘En dyn muoike Karen.’ It pakje like brekber yn Free syn brune hân. Hij glimke, ferrast.

‘Goed.’

Se rûnen mei har trijen yn ’e hûs en gongen oan de keukenstafel sitten. De tafel wie al dutsen. Lytse Sherman siet yn syn bernestoel tichtbij mei in ratteler te boartsjen.

Free helle stadich, om mar de wille fan in kado te krijen te ferlingjen, it papier fan it pakje ôf. It blik in smel swart horloazjedoaske te wêzen. Op de rjochterûnderkant stienen in pear gouden letters. *Gruen*. Free knipte it doaske iepen en dêr lei in nij wytgouden polshorloazje mei in swartlearen bantsje. Yn in hoekje lei in wyt kefertsje weistoppe. Ada glimke yn mylde leafde foar de jonge syn omke.

Free die it kefert iepen en lies lûdop it ynsletten papierke. ‘Foar ús dierbere omkesizzer Free bij de gelegenheid fan syn diplomaútrikking op 1 juny 1928. Dyn muoike Karen en omke Kon.’

Alfred hie yntusken grutte eagen opskuord. ‘Minsken noch ta. Dy blike achterôf toch net sa fûl op ’e sinten te wêzen.’

‘Alfred!’ sei Ada. ‘Skamje dij wat!’

Alfred loek syn gesicht fluch strak. Hij pakte syn piip en stiek de heal opbrânde tabak wer oan. ‘It is wol in moai horloazje.’

‘No, dat soe ’k ek sizze.’

‘Mar op it lân is it net folle wurdich.’

‘Wêrom net?’ ferge Ada him.

‘Te licht.’ Ada betocht harsels en wie stil.

Free gong stean om de hannen te waskjen en kaam doe wer werom om it horloazje om de linkerpols te passen. It bantsje paste presys yn it lêste gatsje. ‘Dat wienen se net fergetten,’ sei er rêstich.

‘Dyn omke Kon is in heel attint man,’ sei Ada.

‘Dat bin ik dus net?’ sei Alfred nytlich.

‘Dat ha’k net sein.’

‘Ik ha oan in heal wurd genôch.’

Ada rûn nei him ta en kroep him yn bijwêzen fan har soan even oan. ‘Gjinien kin sa attint wêze asto bist, leafste.’

‘No, ik siet mij al ôf te freegjen.’

Free die it horloazje ôf. Hij sette it lyk, neffens de tiid op de keukensklok, en wûn it foarsichtich op. Dêrnei lei er it werom yn it swarte doaske. Hij seach dêr mei dromerige eagen nei. ‘Dat sil handich wêze as ik nei college gean.’ Ada en Alfred seagen elkoar even oan. Dy blik heinde Free op.

‘Dan nim ik oan dat ik fan ’t hjerst net nei college gean.’

Ada sei: ‘Ik tink net datst dêr al klear foar bist, jonge.’

‘Oer in pear jier bin ik alles fergetten wat ik op skoalle leard haw.’ Hij hold de hânpalmen omheech. Der sieten al ylplakken op dy’t sa dik wienen as strepen opdroege giele ferve. ‘Ynkoarten liket myn brein krekt op de binnenkant fan dizze hannen.’

‘Jim heit hat ferlet fan dij oant Everett âlder is.’

‘Ik ha dizze grutte pleats net hierd,’ sei Free.

Alfred skeat rjochtoerein yn syn draaistoel. ‘Wolsto ús gesach net erkenne?’

Free syn skouders kamen omheech, krekt as wie er der klear foar om mei syn heit yn ’e slach te gean.

‘Wacht even, jim twa,’ sei Ada. ‘Fan ’e jûn is it hûsbesite en we kinne ús dêr it bêste op klearmeitsje troch ús pastor mei in suver hart te ûntfangen.’

Dominy Tiller en âlderling August Highmire rieden om acht oere it hiem op. Tsjin dy tiid hie Ada de keukensflier ôfdweild en mei was ynwreaun. Se wie der grutsk op dat se noch ien fan dy pear húsfroulju wie dy’t de flier op hannen en knibbels dienen. Dat wie de âlde manier. Mar it wie de iennige manier om de hoekjes skjin te krijen en bij dy smoarge ringen te kommen om de kachelspoaten hinne.

Alfred loadste de twa manlju de wenkeamer yn, en bea de dominy de swarte skommelstoel bij it rût oan en de maklike stoel bij de

fonograaf oan de âlderling. Alfred en Ada gongen nêstelkoar op de swartlearen hynstehierren sofa sitten. De twa manlju hienen in swart pak oan. Alfred hie syn nije blauwe wurkboesgroen oan en in nije overal. Ada har wenstige griene jurk. De bern wienen bûtendoar oan it boartsjen yn it gers ûnder de beammen.

Dominy Tiller seach har mei syn readferbrânde gesicht strieljend oan. De goede dominy mocht simmerdeis graach yn syn tún wurkje en seach der like ferware út as elk fan syn gemeenteleden. Alderling Highmire waard der net jonger op. Syn hier wie in ynwyt bosk wurden, krekt as syn wynbrauwen, wylst syn wangen ferkleure wienen ta in âlde djip wynreade kleur. Wylst dominy Tiller folop fan it libben geniete, fûn âlderling Highmire it mar neat mei neat. Hij hie noch fjouwer dochters thús, allegear âldfammen, en gjinien fan har hie ek mar oait ien kear in ôfspraakje hân. En slimmer noch, syn dochters wegeren om him te helpen bij it wurk op it lân. Alle fjouwer sieten se thús bij syn frou en waarden bij de dei stadichoan dikker, wylst se him it earmhûs yn ieten. Nei in skoftke wat beleefdheden útwiksele te hawwen, kaam dominy Tiller ta de saak.

‘Goed dan. Hjir binne we dan.’ Hij plante de earmtakken op de leuning fan syn skommelstoel en makke in timpel fan syn fingers. ‘No dan. Hoe giet it mei de Alfredsons dizze prachtige simmer? Goed, nim ik oan?’

‘Bêst,’ sei Alfred. Ada hie altyd wollen dat hij, as de man fan de húshâlding, de lieding naam.

‘Jim ha allegear goed sûn west?’

‘Skeelt net alles.’

‘En geastlik?’

‘Bêst. We ha lykas iderien ús goede en minder goede tiden. Mar we dogge ús bêst.’

‘Der binne gjin fragen oer de godlikheid fan Jezus Kristus, ús Hear en Heilân?’

Ada sei: ‘Wat dat oanbelanget, fan gjinien yn dit hûs, God sij tank.’

‘Takom snein is it wer it lêste nachtmiel. Is der wat dat ien fan jimme foar de tiid opbychtsje moat? Miskien wat dat jim dien hawwe dêr’t in broer of suster troch stroffele is?’

‘No nee,’ sei Alfred. ‘Net dat ik wit. Al binne der wol in pear dy’t ik wolris stroffelfe litte wolle soe.’ Ada seach ferheard op. Dit wie gjin tiid foar grappen.

‘Binne dat lidmaten fan ús tsjerke?’ frege Tiller.

Alfred ferstive wat. ‘Dominy, ik bin gjin klikspaan. Mar der binne guon keardels bij ús tsjerke dy’t oandelen hawwe, en as dat gjin gokken is, dan wit ik net wat gokken is.’

‘Hm, ik begryp it.’ Dominy Tiller foarme in skerpe tsjerketoer mei syn timpelfingers. Hij liet syn noas dêrop rêste. ‘Dat is in swiere beskuldiging. Hasto feiten dy’t dat stypje kinne?’

‘Nee, dominy. Mar der wurdt wol deeglik in soad oer praten yn de stêd. Ik tink dat jo wol witte wa’t ik bedoel.’

‘Miskien. Soa.’

Alderling Highmire syn gedachten wienen ergens oars mei dwaande. ‘Jim âldste soan, no. Wat binne jim plannen mei him?’

Ada seach Alfred oan en Alfred Ada. Freugdegjalpen bij it boartsjen fan de bern wienen bûten ûnder de beammen te hearren.

Dominy Tiller frege: ‘Wat wol jimme soan sels?’

‘Hij wol fan ’t hjerst nei college,’ sei Alfred.

‘Rrrach,’ grânzge âlderling Highmire. ‘It is healwiis om in grutjunge as him noch langer nei skoalle gean te litten. Heal-wiis.’ Syn stim wie heas en kraste. Dat hie it effekt fan in draaiende aaiklopper. ‘As dy jonge no in swakkeling wie, en de jongste fan de famylje, no, dan wie it wat oars. Mar as ik nei him sjoch, dan stel ik fêst dat de Heare him in sterke rêch en stevige spieren jûn hat foar it boerewurk. Ik wit wol wêr’t ik him foar brûke soe.’

Alfred koe it net litte. ‘No, August, miskien soenen we ús jonge trouwe litte moatte mei ien fan jim famkes.’ Hij wie wol sa ferstandich om net te sizzen fan ‘âldfammen’.

‘Of noch better, lit ús ruilje: do nimst ús jonge oan foar it lânwurk, en myn frou hjirre nimt dyn fanke foar it wurk yn ’e hûs.’

Highmire seach Alfred mei in pear wytomrâne eagen oan. Tiller pikte wat op. Hij tute syn reade lippen achter syn timpelfingers.

‘Frou Alfredson, binne jo noch altyd ûngelokkich oer God Syn beslút om jo gjin dochters te jaan?’

‘Nee, dominy. Ik sis mei Job: “Neaken bin ik út de skerte fan myn mem kommen, en neaken kear ik dêr werom. De Heare hat jûn, en de Heare har nommen. De namme fan de Heare bliuwt te priizjen.” ’

‘Goed, goed. En jo soenen in oare tapaslike passaaasje út de Bibel sitearje kinne: “En der sil fan har sein wurde dat se soannen hie, gjin dochters.” ’

Alderling Highmire barste mei in plof los as in âld motor: ‘En wat sil der fan mij sein wurde en al dy dochters fan mij?’

Der glied in brede ferbaasde blik oer dominy Tiller syn read gesicht. ‘No no, broeder Highmire, jo moatte de dingen net sa somber ynsjen. Betink dat jo, nêst jo frou, fjouwer ekstra freondinnen yn jo hûs hawwe.’

‘Rrrach.’

Ada tocht: ‘En op deselde manier haw ik dan tink o sa’n gelok dat ik seis ekstra minnaars yn ’e hûs haw.’ Se tocht: ‘Dominy soe ris sjen

moatte wat ik hjoed ûntdutsen haw. Dat heksen begûn binne om myn âldste soan op te sykjen.’ Se tocht oan de plakken dy’t se yn Free syn lekkens fûn hie.

Dominy Tiller gong troch mei syn ûndersyk. ‘Oangeande jo jonge noch in kear, frou Alfredson. Akseptearj dy jim beslút om him thús te hâlden?’

‘Dat moat er wol,’ sei Alfred, definityf.

‘It is in bêste jonge,’ sei Ada rêstich. ‘En hij wit hoe’t er, as it moat, nei ús harkje moat.’

Tiller liet syn timpelfingers yn syn skoat delfalle. ‘Is it hast net ris tiid dat er lidmaat wurdt fan ús tsjerke?’

‘Ja, dat is sa,’ sei Ada.

‘Miskien moatte wij der ris mei him oer prate,’ sei dominy Tiller.

Alfred sei: ‘Ik rop him der wol even yn.’

‘En ast dat dochst,’ sei Ada, ‘rop de oaren der dan ek yn. It is bedtiid.’

It naam mar in pear minuten om Everett, Albert, Jonathan en Abbott wosken en al op bed te krijen boppe, en ek om de lytse baby yn syn ledikantsje te lizzen yn har sliepkeamer. Doe’t alles wer rêstich wie, en Ada de prottelpot opsetten hie, draaide dominy Tiller syn strieljend gesicht nei Free.

‘Soa. Ik hear dat we dij it kommend jier in soad sjen sille.’

Free siet op in hurde stoel yn de doar iepening nei de keuken. ‘Tink ik ek.’

‘No, dan bist miskien oer in jier, ast geregeld it fraachlearen bijwenne hast, klear om lidmaat te wurden fan ús tsjerke.’

‘Tink ik.’

‘Do wurdst takom jannewaris santjin, is ’t net?’

‘Ja.’

Yn de sliepkeamer boppe har ûntstie der wat rúzje. Se hearden Albert flústerjen. Hij besocht dat sa sacht mooglik te dwaan, mar hij wie sa op ien ein bij wat er te sizzen hie, dat iderien ûnder him it klear hearre koe: ‘Do hast ek noch fergetten de pispot te leegjen, Everett. We ha fan ’e jûn noch net safolle pisse.’

‘Wêrom koesto dat net ris in kear foar mij dwaan?’ sei Everett. ‘Asto toch al sjoen hiest dat der noch wat yn siet.’

‘Dat is dyn wurk, net minent. Ik ha myn eigen karweikes.’

Der klonk it lûd fan twa pear knibbels op it hout fan de solder. ‘Pas op!’ rôp Albert.

‘No, ik moat ek pisje, hear,’ sei Jonathan.

‘Wêrom bist net even achterhûs gongen krekt foardatst op bêd gongst?’

‘Wêrom do net?’

Se hearden in lûd fan wat gewraksel.

En doe it aaklike lûd fan in omfallende pot. Bij har getsier hienen Albert en Jonathan dy omsmiten. Der klonk it klotskjen en dêrnei it fuortspielen fan floeistof; en doe seagen, ta har stomme ferbazing, Ada, Alfred, Free en âlderling Highmire in tin giel wetterfaltsje troch it hiteluchtroaster lyk achter op de hals fan de earwearde Tiller spatten.

Dominy Tiller skuorde de eagen wiid iepen. Hij sei neat. Mei de ûneinige ferduldigens fan in goede hoeder ferskode er syn swarte skommelstoel in eintsje. De rest fan de wetterfal dripke rjochtstreeks op de linoaleumflier. Dominy Tiller plôke de wite bûsdoek út syn reversbûske en dipte dêrmei syn nekke heel soarchsum droech.

Albert sloech de eagen nei de himel en raasde lûd: ‘Godferrr! Jimme dêre, hâld jim fatsoen!’

Boppe waard it eangstich stil.

Everett hie o sa sûntsjes it lêste wurd: ‘Sjochst no wol, ik sei it dij toch.’

Alderling Highmire koe himsels net langer goedhâlde. Hij barste út yn in healwiis droech kreakjend laitsjen. ‘Sokke dingen dogge myn dochters teminsten net.’

Free ❁ 20

Alfred makke Free wekker doe’t it noch pikketsjuster wie. Dy stommele nei ûnderen om te ûntdekken dat it pas fjouwer oere moarns wie. ‘Wêrom sa betiid?’

‘It wurdt hjoed in prachtdai. Dat do en ik geane it lân yn sa gau’t it ljocht is en dan kultivearje wij oan alve oere ta. Dan litte we de hynders útrêste oant let yn ’e middei. En om acht oere hinne of sa, dan geane we wer nei bûten om oan middernacht ta te wurkjen. Albert en Everett kinne de putsjes op it hiem wol dwaan.’

‘Nachts kultivearje?’

‘Der skynt in folle moanne de earste helte fan de nacht.’

‘O.’ Free hie oare plannen foar dy jûns. Muoike Karen hie him har âlde fioele stjoerd yn de hoop dat ien fan har muoikesizzers dêrmei oan ’e gong woe. Free woe dat ris besykje. Hij tocht dat er himsels dat wol leare koe. As syn heit ienris bij it kwadrilledûnsjen spylje kinnen hie, dan koe hij it op de manier fan Fritz Kreisler ek op konserten. Hij wist ek presys wêr’t er oefenje koe. Der wie in ein it lân yn in healrûne steile skeante dy’t in lyts konsertsealtsje foar himsels wêze koe. Gjinien soe dêr syn fouten hearre kinne.

‘We moatte ek oan de beesten tinke, jonge.’ Alfred geat Free in

kop kofje yn en sette de rjemme en de sûker klear. ‘Hynders binne ek skepsels fan God, witste.’ Sels as it waar gewoan wie, woe Alfred beslist dat de hynders middeis twa oeren útrêste koenen. En fansels, wylst de hynders rêsten, die er sels ek in noflik knipperke.

Free die molke en sûker yn syn kofje en preau even mei de tonge.

‘En do kinst mar better dat ferfelende kring fan in Pet ek ophelje.’ Alfred stie dêr mei ien foet op it kachelreservoir. ‘Ik sis dij, der is ien hynder dat fan mij dea delfalle mei op it lân.’ Hij naam in slokje kofje. ‘Ik bin gewoan besoademitere doe’t dy Wilmer Youngman mij dat hynder ferkocht. Hij sei dat Pet in bêst hynder wie. Gjin rare oanwensten. Godskes. Wylst dy Pet gjin stoer wurdich is. Likefolle streekjes as in advokaat. Kinst him gjin momint fertrouwe. En wat minder ast him wurkje litst, wat minder as er wurdt.’ Alfred skodholle. ‘Ja, en tagelyk dat dy Wilmer Youngman mij dat hynder ferkocht, wie hij âlderling yn ús tsjerke. En ek noch fiere famylje fan jim mem.’ Hij naam in grutte swolch kofje. ‘Ik kin dat stomme hynder ek gjin hjouwer fuorje omdat er dimpich is. Ast dat wol dochst, dan giest dea fan de winen dy’t er lit. Dat je moatte him djoer mais fuorje. Man, as jo op in stille dei achter dat hynder oanride, dan is it krekt as ride jo achter in stjonkend gewear oan.’

Free begûn te laitsjen. Hij smoarde hast yn syn kofje.

‘Hij rint as in waskbearke, krekt in man mei in pear oerskuon dy’t fjouwer maten te grut binne. En it is de slimste krêbebiter dy’t ik oait sjoen ha. Man, hij hat de krêbe oan syn kant heal opfretten. Tink dij ris yn, hout.’

Free hoaste om syn eagen frij fan triennen te krijen.

‘En ek sa’n gemeen kring om him út it lân te heljen. Hij sjokselt nei hûs yn pleats fan oan te poateljen. De hûn doart him net yn syn hakken te biten fanwege de manier wêrop’t er trapet. Dy hûn hat er okkerdeis hast de harsens yntrape.’

In wike foar de tiid, krekt doe’t har nije hûn Swalker de kop útstiek om Pet te biten, skopte dy heel skrandere nei him. Yn pleats fan in traap omheech te jaan, hie Pet syn hoef plat oer de grûn sljurkje litten en him fol boppe op de skedel troffen. Hij hie him yn ’e sûs trape. Swalker hie dêr twa dagen lang fan bijkomme moatten.

Doe’t er de kofje op hie, stapte Free nei bûten en rôp de hûn. Swalker kaam bij syn earste rop ûnder de stoepe wei en skodde himsels, en stie doe klear bij Free syn hakken. Free rikte mei de hân nei achteren en Swalker slikke him ien kear waarm oer de fingertoppen. Syn rôze tonge wie amper te sjen yn it fealbrune ljocht.

De moarnsstjer hong as in grutte gieles stip boppe it dak fan de skuorre en dûnse op en del doe’t er oer it stoffige kowepaad boksele. Syn bleate

fuotten fûnen út harsels it paad wol, heel presys de kowepankoeken en hynstefigen mijend. Swalker tripke achter him oan. Syn swarte facht wie net te ûnderskieden fan it tsjuster ticht bij de grûn; syn wyt boarst en wite noas glânzgen as rinnende molke. It paadsje kaam yn de weide út en waard wei yn it gers. It gers wie kletstrochwiet. De rook fan de wiete klaver wie like swiet as in tún fol pioenen.

Heel stadich ferskynde it moarntydsread. Hij begûn de ferware stekpeallen te ûnderskieden lâns it lange sigesaagjende stik lân. De spjalt troch de midden ferdjippe him en de giele klaai waard sichtber ûnder de swarte toplaach. Hij kaam bij de bocht yn it lân dêr't er op de fioele oefenje woe. Dy healrûne steilte soe echt in moai lyts sealtsje wêze. Hij rôp 'heel!'. Der klonk in flugge echo as antwurd, 'hee!'. Dat soe in perfekt plakje wêze om te oefenjen, krekt as it útprebearjen fan jo stim yn in badkeamer. Syn rôze fuotten streaken troch it sopkjende gers. It waard no fluch ljochter.

Nei de bocht seach er de kij stean. Se stienen al te weidzjen en seagen him neitinkend oan mei har oranje opgloeierende eagen, oant se de achter him oan tripkjende Swalker yn it fizier krigen. Doe draaiden allinne de melke kij har om nei it paad nei hûs ta. Swalker jachte noait achter kij oan; hij brocht har inkeld yn beweging yn de rjochting fan de skuorre. Der begûn faak molke út in fol jaar te lekken as in ko te fluch opjage waard.

Free trêde bij de lêste hichte op. Om ien of oare reden hienen de bizons dêr boppe-op yn it ferline in mânske modderkûle bewrotten. It gers wie dêr altyd it langst en it tsjokst. Ko noch hynder joegen folle om dat wrede gers.

Free fûn de hynders ûnderoan. Alle alve hynstekoppen kamen omheech. Doe't Swalker bij Free syn hakken ferskynde, setten Fan, Nell en Maud daalk op hûs ta. Se koenen Swalker. Sam en Prince, Colonel en de healwize âlde Polly treuzelen noch even foar ien lêste befol gers, en foegen har doe bij de optocht. De âlde Dick mei syn hege noas en de twa fossen mei har gouden sturten, Queen en Daise, út Fan fokt, sochten om har hinne in plak om út te naaien. Swalker rette har meneuvels en makke in koart ein oan har dwaze hoop. Hij snjitte fluch en sûnder lûd troch it gers, mei de kop omleech, en as er noch mar in foetlingte fan har hakken ôf wie, liet er in leech wolfachtich grânzgjen hearre. Snuvend, mei de kop omheech, en mei wapperjende moannen, setten se ek ôf om har bij de parade nei hûs te foegjen.

Pet, dat ferdulde kring fan in fos, gong gewoan kâldwei troch mei apart fan de oaren te weidzjen. Hij hold Swalker rêstich mar skerp yn 't each om te sjen wat dy mei him útheve soe. Pet hie in prachtige readachtich-brune facht mei giele moannen en in lange giele sturt.

Swalker die de kop wat omheech om even de boel te oertinken. Doe, syn beslút nommen, drafke er lichtsjes oer it hege gers oant er himself achter Pet syn hakken postuerd hie. Mei de earen plat op syn kop sloep er ynienen ûnder Pet syn lange hingjende giele sturt en biet him yn 'e hakke. Suver yn ien beweging troch sprong er in poatlingte fan Pet syn hoof fansiden. Dy skaaide mei syn hoof leech oer it gers achterút – en miste Swalker. Dy sloep wer op him ta; biet goed ta; en spatte fuort wer oan kant. Pet skopte opnij leech en fûl. En wer mis.

Free moast glimkje. ‘No, Swalker, do bist wat skranderder wurden, hè?’ Swalker hapte noch twa kear, en Pet trape hieltyd mis. Net begripend joech dy it op en foege him op in drafke bij de prosesje foar him. Free folge de bewegende rige hynders nei hûs. Swalker gong achter Free oan en tripke flak bij syn hakken. Free stiek in hân achterút en joech him wat klopkjes op syn kop. Swalker slikke him even ien kear koart oer syn hân.

It waard ljochter mei in helder ljochtblau oer it djipgriene gerslân. It skittere oer it stippele hjouwerfjild en de fuorgen fan de maisfjilden. Al rinnend en mei noflik koele en wiete fuotten betocht Free ynienen dat der wat spesjaals bij har yn 'e hûs wie. In faam foar it wurk. Syn mem hie lang om let belies jûn en wat help yn 'e húshâlding oannommen.

It famke hjitte fan Aletha Gladjanus, in fiere nicht fan syn mem út Sioux Center. Aletha wie fuortstjoerd om foar de famylje wat bij te fertsjinjen. Se wie noch mar krekt sechtjin en in kreas ding. Mar Free fûn al gau út dat er net folle mei har mienskiplik hie. Se seach noait yn in boek. Syn mem wist eigenlik ek net oft se wol oer Aletha mocht. Se wie net sa krekt en siet altyd nei Free te sjen. Ada ferdroech har lykwols, omdat se har namme moai fûn. Se hie altyd winske dat se as Aletha doopt wie.

De melke kij rûnen it begjin fan it paad al op. Free telde har. Achttjin. Se wienen der allegear. Doe't Dick sa'n fyftjin meter fan it begjin fan it paad wie, stiek er de kop omheech om noch ien kear te sjen oft er net op ien of oare manier dy deis oan de slavernij ûntsnappe koe. Nêst syn hakken kaam Swalker yn aksje. Hij gromme earst warskôgjend, en draafde doe mei sa'n tsien flugge stappen nei Dick, wylst er stadich de kop nei de grûn sakje liet, oant er in slange like mei in hierrige sturt. Dat wie genôch. Dick sloech fol walging mei de sturt en rûn deemoedich mei de oare hynders mei.

Doe't se allegear op it hiem oankamen ferskynde Albert bij de skuorre en die de doarren iepen. De kij en de hynders rûnen willich achterelkoar nei binnen. Se koenen it foer rûke dat Albert klearlein hie foar har.

Krekt doe't de lêste ko nei binnen draaide, kipe de sinne oer de

kym. ‘Man,’ sei Alfred, ‘dat wurdt mij hjoed in gleone dei.’ It wie presys seis oere doe’t se tegearre nei it nôtfjild reizgen, Alfred op de twillingploege mei Dick, Fan, Queen en Daise, en Free op de inkelde ploege mei Pet en Polly. Alfred hold fan de âlde Fan en har dochters Queen en Daise, wylst Free in hekel hie oan Pet en begrutsjen hie mei de senuwachtige âlde Polly.

It gat boppe Daise har each wie krekt better. Free huvere noch altyd as er der oan weromtocht hoe’t Daise ferwûne wie. Syn heit hie de nije Daise nei syn âlde dierbere Daise neamd.

De hynders hienen in pear dagen net wurke en dat brocht har altyd op it idee om út te naaien. Doe’t Free en Swalker de hynders út it lân brocht hienen, hie Daise mei Dick besocht om fan it hiem út te naaien, krekt doe’t Alfred de hingjende hikke ticht dwaan woe.

‘Hjir do!’ hie Alfred nei de twa balten. Dick hie sa ferstandich west nei de kant út te wiken. Mar Daise wie omheech stegere. En bij dat stegerjen hie Daise de boppekant fan de skedel yn ien fan de bouten raamd dy’t ta de boppekant fan de peal útstieken dêr’t de hikke oan hong. Se hie har kop sa fûl tsjin dy bout oan stjitten dat se harsels fêstspytst hie. Krekt boppe it each.

Alfred wie daalk yn aksje kommen. Hij wie mei de skonken deromhinne bij de peal opklommen, en hie doe hoeden Daise har hele kop fan de bout losmakke, en har dêrnei sakje litten. Free, dy’t dêr in eintsje ôf stien hie, hie syn eagen net leauwe kinnen. Syn heit hie in heal hynder bij de kop optild en hie dat dien wylst er mei syn skonken in peal omklamme. God noch ta! Wat jo al net dwaan koenen bij in needgefal. Daise wie presys stean bleaun dêr’t Alfred har sakje litten hie. Se wie net fuortdraafd. Alfred wie nei ûnderen gliden. Triljend hie er de kop ûndersocht en doe wie er op in draf nei hûs stood en hie er dokter Overslough belle.

Overslough hie tafallich dy middeis yn Bonnie west, dêr’t de telefoniste him tafallich út it rût wei sjoen hie, en binnen tweintich minuten hie er op it hiem west. Yn de tuskentiid hie Alfred Daise nei har stâl yn de skuorre brocht. Overslough hie ien kear sjoen en doe skodholle. ‘Kinst har better ôfmeitsje, Alfred, en út har lijen helpe.’

‘Is der gjin kâns op om har te rêden?’

‘No ja, kinst prebearje dat gat ticht te smaren mei wat salve ast wolst. En dan elke dei dat gat tichtstopje mei nij katoen. Mar sels dan ...’

‘Ik doch it asto tinkst dat it wurkje kin.’

‘No ja, it kin tink gjin kwea om it te besykjen.’

‘Dan doch ik it.’

‘No, dan bisto de dokter. Mar tink der goed om: elke dei wat minder katoen deryn.’

‘Wannear wit ik dat ik it ûnder kontrôle haw?’

‘Ast maitsen yn it gat sjochst.’

Alfred bûgde foaroer en begûn te janken. Free rûn bij syn heit wei. Nei in skoftke hie Overslough Alfred in klopke op 'e rêch jûn, him it bêste winske en wie er fuortgongen.

Sa'n wike letter wie Alfred nei iten mei in brede laits yn 'e hûs kommen. Hij hie krekt Daise fersoarge. ‘No, dy fos hat it einliks dan toch dien. Hat in hânfol maitsen opkweekt.’

‘O heden,’ hie Ada sein. ‘Dat betsjut deagean, toch?’

‘Ik hie gelyk om har net dea te sjitten,’ hie Alfred sein, it kin triomfantlik omheech. Doe hie er Ada útlein wêr't dy maitsen goed foar wienen. Dy hienen dea weefsel opfretten en sa holpen om it gat heel te meitsjen.

Se holden tsjin alven op mei kultivearjen. It wie 38 graden yn it skaad. De sinne skroaide rjochtstreeks del op man en beest en blêd. Hij like te wibeljien. Se lieten de hynders mar even drinke en dreauwen se doe resolút de skuorre yn, dêr't se har it túch ôfnamen en fuorren. Free helle in amerfol wetter út de wetterbak en spelde har de skouders ôf. Se fûnen it hearlik as er har mei lij wetter wietsnijtte. Dan leunden se nei him ta om him te helpen. In pear hynders hienen troch de ynspanning ballen switterich skom achter op de achterpoaten krigen.

Nei iten naam Alfred even syn knipperke, wylst de bern nei it skaad fan de beammen rûnen. Ada knippere even yn har sliepkeamer, wylst de faam Aletha de ôfwask die. Free loek him werom yn it keammerke op it westen boppe oan de trep. Dêr bewarre Ada har sûker en moal. It wie de iennige keamer yn it hûs dy't folslein profitearde fan it skaad fan de parapluwaaibeam dy't heech oer it hûs hong. Free mocht graach op de keale, griis beskildere flier lizze, mei it rûtsje achter syn holle iepen. It suchtsje wyn dat der noch wie kaam út it súdwesten. It skaad fan de grutte beam kuolle de wyn ôf foardat dy troch it miggeskerm striek.

Hij pakte The Call of the Wild fan Jack London, dat er fan dokter Fairlamb liend hie. Hij wie op in sneintejûn in kear nei dy syn hûs gien mei it gefoel dat de goeie man grif in soarte fan bibleteek hie. Dat wie ek sa en hij hie sein dat er mar útsykje mocht. It earste dat him opfoel wie it komplette wurk fan Jack London. Free lei op 'e side te lêzen. It wie in goed boek. Hij lies oant syn eagen wurch waarden. It foel him op hoe slim syn brein it lêzen al ferleard hie. Nei in skoftke stoppe er de bloedwizer te plak, lei it boek oan kant, en rôle op 'e rêch. Hij riek

himsels loom út. Der wyndere in rook fan sûker en droech moal troch de keamer as de geur fan in swiete sigaar.

Bûten wie it sigentsje krekt sterk genôch om de bledsjes fan de waaibeam risselje te litten. De bledsjes flûsteren, reaunten. Soms klapperen se sûntsjes mei it lûd fan learen klokjes. Hij moast dêrbij tinke oan dy kear dat er Ada Shutter op him ta rinnen sjoen hie ûnder in rige gouden waaibeammen. In pear tellen lang kaam dat totaal, mei gefoel en smaak fan dat hartferskuorrend prachtige momint, wer even bij him werom. Sels de grize muorren fan it keammerke dêr't er lei waarden fan goud. Wat spitich dat Ada de siele fan in non hie. Wat in ferskil wie der toch tusken Ada en syn mem har faam, Aletha Gladjanus.

As jo it oer de duvel hienen ... Free hearde de trepsdoar iepengean en dêrnei ien de trep oprinnen. Bij syn bleate teannen lânsmykjend troch de iepen doar hinne seach er Aletha har gesicht yn it treppensgat ferskinen. Se hie it skûtelwaskjen dien en gong ek nei har keamer. Har gesicht wie sa rûn en fol as in pompoen en har eagen sa rûn as lytse blauwe moantsjes. It blau yn har eagen waard fersterke troch it blau fan har jurk. Se seach him en rûn wat suniger, him ferwûndere sacht taglimkjend. Se klom troch, stadich. De rûning fan har boarsten ferskynde it earst, doe har smel mul, dêrnei har meloenfoarmige heupen en har stevige boppeskonken. Se wifke boppe-oan. Glimke fol nei him. Har eagen loeken healticht.

Hij stoarre nei har bij syn grutte teannen lâns. Wachte.

Har each foel op de foarkant fan syn overal. Se knippere mei de eagen. Dy liken noch mear ticht te knipen. Doe, beseffend, gong har kin omheech en seach se de oare kant út. En trikke stadich syn doar foarbij nei har eigen keamer. Troch de kast tusken har yn hearde er har yn har eigen keamer omrinnen. Al gau hearde er har bêd kreakjen.

Droomkoaninginne Ada Shutter ferdwûn fan syn geasteseach. Yn pleats dêrfan koe er inkeld oan Aletha har heal taknypte eagen tinke en har sachte folle glimkjen. Hij frege him ôf oft se it oait dien hie. Grif net. Har âlden, de Gladjanussen, wienen like strang as syn eigen heit en mem. Noch slimmer sels. Alle âldere Gladjanusbern waard ûntmoedige om te trouwen. Aletha har âldste broer wie al oer de tritich en wie noch altyd net it nêst útflein. Itselde mei har âldste suster, krekt njoggenentweintich. Har âlden hienen har krigen en grutbrocht om har arbeiders te wêzen, sûnder lean, wylst se wrakselen om de hypoteek op har perseel lân ôf te lossen.

Aletha har bêd kreaake ferskeidene kearen.

Hij hie net folle tiid noadich om te besluten dat se woe dat er har beethold. Hij kaam oerein en teante it oerloopke oer nei har doar. Hij bleau deun tsjin de muorre om der wis fan te wêzen dat de planken net

kreake. Hij woe net dat syn heit op syn hynstehierren sofa, of syn mem op har bêd, him nei Aletha har keamer gean hearden. As se him betrapen yn Aletha har keamer, man, dan hienen jo de poppen foargoe oan it dûnsjen. Stadich treau er de doar iepen, sadat dy net kreake.

Aletha lei mei de knibbels omheech. Har jurk wie nei ûnderen gliden, har skonken wienen oan har rôze ûnderbroekje ta bleat. De brune rolgerdinen wienen oan it finsterbank ta dellutsen en joegen har hûd in brune tint. Har hannen leinen nêst har. Der wie wat mei de hannen, of de fingerseinen, dat suggerearde dat se noch flak dêrfoar ergens drok mei omtyspele hienen.

Se fernaam wat yn 'e keamer. Har skonken gongen faninoar. Tusken har knibbels troch kipe har gesicht nei him; doe, mei in gjalpke, sprong se fan bêd, mei in beweging as fan in linige kat. Har rûne blauwe moanne-eagen waarden fjouwerkantich. Se wie bang.

‘Wat wolst?’ flústere se.

‘Ik tocht dat we miskien beide ferlet hienen fan wat selskip,’ flústere hij werom.

‘O.’ Har eagen rjochten har wer op de foarkant fan syn overal. ‘Do meist hjir net komme.’

‘Ik tocht gewoan ...’

‘Jim mem wol dit net lije.’

‘Je kinne je net altyd drokmeitsje oer wat je mem fynt.’

‘Wat wolst dan?’

‘Gewoan even delkomme.’

‘No ...’

Hij kaam op har ta, mei de bleate fuotten oer de flier sljurfjend om de planken net kreakje te litten. Hij kuerde nei har gesicht om der wis fan te wêzen dat se it net útroppe soe. Hij beweegde heel stadich. Se begûn har gerêst te fielen dat er har net as in oerdwealske hynst bespronge soe. Har gesicht stie mylder. Even letter loek der wer in sachte trek oer har lippen.

‘Hasto oait mei in jonge út west?’ flústere er.

‘Do mei in famke dan?’

‘Nee.’

‘No, ik ek net dan.’

Se stie dêr wat as in deemoedich teefke. Sij wie de hûn dy’t der ûnder soe en hij de hûn, dy’t der boppe-op soe. Har manier fan dwaan makke him dryster. Nuver, mar ynienen fiede er him helendal net senuwachtich. It wie krekt it tsjinoerstelde fan hoe’t er him bij Ada Shutter fiede hie. Hij wie de baas. Hij bleau lykwols foarsichtich. Hij liet himsels ferlegen lykje op de manier fan in plattelânsjonge, doe’t er in earm om har hinne sloech. Wat wie se hearlik slank yn 'e mul.

Syn lange fingers pasten op har heupbonke as in riem om in katrol. Hij seach op har del, en glimke folút sa't sij ek die.

'Jou mij ris in tútsje.'

'Nee.'

Hij treau lykwols syn lippen yn har rjochting en sij doek fuort. 'Do meist dus graach in spultsje spylje, hè?' flústere er. Hij lei de earm stevich om har hinne en mei syn oare hân loek er har kin omheech. Hij besocht har wer te tútsjen. Se doek wer ûnder him wei en syn út belâne op har brún hier boppe har ear. Se besocht oan syn omearming te ûntkommen. Hij moast beide earms om har hinne lizze om har tsjin him oan te hâlden. Se wraksele. Der ferskynde gewante besite en bij har wrakseljen koe se dat fernimme. It iene momint wjerstie se him út alle macht en dêrnei liet se har tsjin him oandrukke om te sjen oft dat wier wie. Har boarsten waarden ek stadichoan stevich. As dy gewante besite soms oerdeis lâns kaam, dan wie er dêr o sa ferlegen mei, foaral bij syn mem yn 'e buert. Hij kreunde.

'Net dwaan,' flústere se, swier troch de noas sykheljend.

'Ik bedoel der niks ferkeards mei.'

'Dit is al te fier gongen.'

'Toe no. Ik -'

'Free?' Dat wie syn heit syn stim, dy't nei boppen rôp. 'Jim mem wol datst har helpt bij it wjudzjen. Kinst net de hele middei ferlummelje, witste.'

Sawol Free as Aletha ferstiven, deabenaud. Free syn gewante besite loek him werom. Aletha har boarsten waarden sachter.

'Free?'

Free liet har los en lei de finger op syn lippen om har stil wêze te litten. Hij stapte gau op bleate fuotten nei de doar en prate mei sin in bytsje heas om sa slûch te lykjen, as draaide er him krekt om, en hij prate yn de rjochting fan de solder boppe it treppensgat. Hij hope dat it klinke soe as kaam er út it foarriekeammerke wei. 'Kom deroan.'

'Goed? Aletha?'

It wie Aletha har beurt om wat toaniel te spyljen. 'Ja?'

'Ada tinkt datst miskien ek wat yn 'e tún helpe kinst, fanke.'

'Is goed.'

Alle trije dienen se it wjudzjen op har gemak. Free die de radizen, Aletha de beantsjes, en Ada de woartels. Free gong der op hannen en knibbels op los. Aletha en Ada foaroerbûgd, it achterein omheech, it gesicht nei de grûn en heal ferburgen ûnder it delfallen hier. It wie ferbjusterjend, mar yn 'e sinne hie Aletha har hier presys deselde kleur as syn mem harres, blond mei wat in skymke fan read goud deryn.

Nei in healoere waard Ada har gesicht plakkerich read. Se pûste. Se

wie krekt sa likernôch klear mei de woartels. Free gong op syn hakken sitten. Hij stie it net sa't syn mem der útseach. 'Hee, bêste frou fan dit hûs, ik leau dat jo better nei binnen gean kinne. It is hjirbûten hast fjirtich graden en gjin plak foar jo.'

Syn mem kaam stinnend oerein. Se fage har it hier út de eagen. 'Wit ik. Mar ik wol hjoed graach it wjudzjen dienmeitsje. As we reinwetter krije fannacht, dan wurdt dat ûnkrûd ús de baas.'

'Wij meitsje dit wol ôf.'

Aletha kaam ek hierfuortfeind oerein. 'Ja, Ada, wêrom net? Free en ik kinne dat maklik tegearre ôfmeitsje.'

'No ... ' Ada woe net graach tajaan. 'Bij dit droege waar geane krekt wjудde ûnkrûden foargoed dea.'

'Mem,' sei Free skerp, it sa ta in bevel meitsjend.

'No ja, goed dan,' suchte se. 'Mar tink derom bij dat ûnkrûd dat ticht tsjin de plant oan groeit, hâld mei ien hân de plant goed teplak wylst jim mei de oare it ûnkrûd dêromhinne útlûke. Jim moatte de grûn net loswrotte dêr't de woartel fan dy plant him al fêstset hat.

'Komt klear, mem. Gean no mar.'

'Goed dan.' Mei ien lêste blik op har dierber stikje bou rûn se stadich nei hûs. Free en Aletha seagen elkoar even oan en gongen doe wer fierder mei it wjudzjen fan har rigen. Al gau strûpte Aletha har blauwe jurk omheech oan flak ûnder har rôze ûnderbroekje ta en begûn ek op hannen en knibbels te wjudzjen.

'Is dy grûn net gleon ûnder dyn bleate knibbels,' frege Free him ôf.

'Net as ik earst mei de fingers de boppelaach foar mij wat omwrot.'

Free wie o sa foarsichtich mei hoe't er it lytse ûnkrûd útkeas tusken de behindige radyssprûtsjes. Syn tomme en wiisfinger kamen njonkelytsen ûnder de modder te sitten.

Bij de weromreis op har twadde rige frege Aletha ynienen: 'Bisto op skoalle echt noait mei in famke gongen? Echt net?'

'Nee.'

'Wêrom net?'

'Ik wie noch te jong.' Se wjудden noch in rige.

Free frege: 'En do hast it dus ek noch net dien?'

Aletha krige in kaam. 'Nee.'

'Soest it wol wolle?'

'No, wat tinkst?'

Al gau rôp har mem har deryn foar in glês kâlde limonade.

It wie al acht oere de jûns doe't Alfred en Free wer it lân yn gongen. De holten yn de hynsteflanken wienen wer opfolle en yn it earstoan wienen se ridlik kwyk.

Om njoggen oere hinne gong de sinne ûnder. Dy striek fansiden oer de tachtich hinne, oer de punten fan de maisrigen hinne, fan de skuorre helendal oan boppe de kop fan de noardlike heuvel ta. Dêrtroch like dy krúslings besiedde eker presys op in kreas makke grien stik boekbinerslinnen. Se lieten de hynders oan 'e ein fan elke rûnte útpûste, wylst sijsels fan de kultivator ôfkamen om har even te fertraapjen. It sitflak fan har overal plakke har oan har achterst. Se brûkten dûbeltearde jutesekken as kessen op har stielen sitplakken, mar dat holp net om har droech te hâlden. Soms stiek Alfred in piip oan, dan wer naam er in prúmke tabak. Soms droomde Free oer wat hij en Aletha op in jûn in kear dwaan kinne soenen. In oare kear droomde er fan in homerun dy't er slein hie tsjin Rock Falls.

De gleonte bleau yn it oanwinnend tsjuster hingjen. Der wie even in skoftke, foardat de moanne opkaam, dat se yn it tsjuster kultiveare moasten. Meidat der gjin ljocht wie en it sa near wie, wie it krekt as wurken se yn in stoffige koalekelder. Om tsien oere hinne holden se wer even op om de hynders útpûste te litten. Alfred swijde achter de opgloeiende kop fan syn piip. Free hie sa syn eigen gedachten.

Al gau wipte der in moanne sa grut as noch in wrâld boppe de iene waaibeam út oan de oastlike kym. Dy moanne seach derút as in befruchte aai. Der kronkelen allegear bloedierkes oerhinne.

Bij it rizen kromp er. Al gau begûn er helder te skinen. De hele eker krige dêr de kleur fan giele skellak fan, en de bôgjende griene blêden smieten djipblauwe skaden. Dêr't de grûn krekt kultiveard wie, krige dy in poarperen gloede. Der stiegde ljocht op fan de grûn. De fladderjende maisblêden begûnen oars te rûken.

Om alve oere hinne brocht Aletha har farske limonade en in pear brochjes mei droech fleis. Se sieten mei har trijen yn it gers oan 'e ein fan de eker en dronken mei lytse sûgende swolchjes fan har limonade. Alle trije sieten se nei de glimwjirmkes te sjen dy't oer it lege plak achter it bargehok snjitten. Nei in skoftke begûn Alfred Aletha te pleagjen oer alle feintsjes dy't se grif dêr yn Sioux Center hie.

Aletha seach hieltyd sydlings nei Free. Se woe wol in bytsje mei Alfred weromflirte, mar doarst dat net echt. Har blauwe moanne-eagen gongen de hele tiid lonkjend hinne en wer tusken de twa manlju. Alfred joech har in leafdefol triuwke wylst er mei har gekjage. Doe't se dat net slim like te finen, sloech er boartlik de earm om har hinne en kroep er har oan, en naam dêrbij ien fan har boarsten yn syn grutte hân. Free seach de oare kant út. It wie gjin noflik gesicht om te sjen hoe't in âld man himsels healwiis oanstelde mei in jong famke. Foaral as sa'n man bij syn mem hearde. Syn mem op har beurt soe der noait oer prakkesearre om ergens in jongeman oan te heljen. Dat syn heit dêr

yn it moanneljocht in famke siet te betaasten oan 'e ein fan in maisfjild ... jakkes.

Aletha fernaam wat Free dêrfan fûn. Nei in skoftke loek se har beleefd, sels elegant, werom út syn heit syn gestoei en gong oerein. Se draaide har om en begûn de glimwjiarmkes te tellen. Al gau dêrnei koe Free wer nei syn heit sjen. Doe't se har brochje op hienen, fuottele Aletha stadich nei hûs ta.

Om middernacht hinne begûn Pet te loailakjen. Hoe't Free him ek mei de linen of mei in klute hurde modder op syn kûnt sloech, Pet liet Polly it measte lûke. Doe't Free lang om let in tûke fan in kjersebeam ôfbriek oan 'e ein fan de eker en him dêrmei omseame, helle dy syn favorite wapen te foarskyn. Pet begûn smoarge losse flodders ôf te fjurjen. Dy stank waard sa aaklik, dat achter him oanriden krekt wie as rieden jo troch de slachtronte hinne fan in abattoir.

De folgjende kears dat se de hynders útpûste lieten, krige Free in idee. Hij sprong fan de kultivator ôf en bearde dat er nei syn heit ta strompele. Krekt doe't er bij syn heit wie, siigde er oer de grûn.

'Wat binne dat foar kluchten?' sei dy.

'No, lit heit dy ferdomde Pet mar ris even menne.'

'Gjin geflok no.'

'Ik leau net dat ik geboaren bin om yn it maisfjild achter in skeetmasine oan te rinnen. En noch wol ien dy't fan gjin ophâlden wit.'

Alfred moast laitsje. 'Ja, ik wit wol hoe't dat is.'

'Nee, dat wit heit net, want oars soe heit wol begrutsjen mei mij ha.'

'Ja, jonge, dat is no dy Wilmer Youngman fan ús. Us achte âlderling.'

'Wit heit wat ik no graach woe? Ik soe dy Dikke Bertha wol ophelje wolle, dy't de Dútsers yn de lêste oarloch makke hawwe, en dy dan achter Pet syn kûnt sette en him dan ôfsjitte.'

'Ha. No, it is noch mar in healoerke, jonge, en dan kinne we dermei stoppe. It is noflik foar de hynders om yn de koele nachtlucht te kultivearen, witste.'

Dat wie wier. De grûn joech gjin gleonte mear ôf. De heldere moanneljochte nacht wie sûntsjesoan koel wurden. De overal plakke har net langer mear oan it achterst. Om ien oere hinne holden se op. Se lieten de hynders drinke, spanden har út en lieten se los yn de nachtweide. Free gong stilwei op bêd.

Doe't er boppe oan de trep de draai naam, seach er dat Aletha har doar iepen stie en dat de moanne dwers oer har bêd skynde. Se lei neaken op de wite lekkens. Troch it moanneljocht seach se der út as in dromefamke.

Mar hij wie gewoan te deawurch om even bij har te sjen. Yn pleats dêrfan woe er sliepe.

Alfred en Ada rieden foar in pear dagen nei Le Mars. Ada hie noch altyd fan dy nuvere oanfallen en se hienen besletten dat miskien de ferneamde dokter Paul Cottman fan de klinyk yn Le Mars har helpe kinne soe. Om healwei alven hinne makke Free in pear kerweikes dien dy't Alfred him frege hie. It earste dêr't er oan tocht wie de fioele. Hij helle dy te foarskyn en rûn it lân yn om yn syn lytse privee-amfiteaterke wat te oefenjen. Hij sette de muzykstander op wat los grint en stimde de fioele. Mei it gesicht nei it heechste part fan de steilte begûn er der op los te saagjen. Earst kraste him dat raar yn 'e earen. It wie de hele tiid as skrabe er de boaiem fan in aluminiumpanne skjin, in ding dat er net ferneare koe. It boerewurk hie de úteinen fan syn fingers ûngefoelich makke. Mar njonkelytsen waard syn fingersetting akkurater en waarden syn bewegingen soepeler en begûn er in glêdere toan te krijen. Hij spile oant de wjerklank yn de lytse geul moai begûn te klinken.

Doe't er op it hiem weromkaam, trof er de bern boartsjend ûnder de beammen oan. Hij gong yn'e hûs en lei de fioele oan kant. De op de kachel koaitsjende jirpels roeken lekker. Hij seach om him hinne wêr't Aletha wie. Doe't er har net yn de keuken of de wenkeamer fûn hie, klom er de trep op. Se wie de bêden oan it opmeitsjen yn de jongeskeamer.

‘Help noadich?’

‘Ik kin mij wol rêde.’ Se skodde mei in soepel weagjende lichemsbeweging de lekkens te plak. Se wienen allinne yn'e hûs. En boppe. Hij fielde himsels opswollen.

‘No, dan kin ik dij teminsten helpe myn bêd op te meitsjen.’ Har eagen kniepen healticht.

Hij fielde him dryst en kaam op har ôf, en lei har de earm om 'e mul. Se skodde noch in pear kear oan de lekkens om se strak te krijen, en joech it doe op. Hij draaide har om en treau har op bêd del. Se trûzelen achteroer en de matras fan spiraalfearren pipe lûd.

‘Oeps!’ rôp se sacht.

Hij lei de hannen oer har boarsten, sa't er dat syn heit dwaan sjoen hie. Hij begûn hurd te wurden en drukte himsels tsjin har oan. Se koe dat fiele en wist net wat se dwaan moast. Se begûnen beide te hymjen, as soe elke sike de lêste wêze. Se lei dêr mar, en wist krekt as hij net wat se dêrnei dwaan moast. Op 't lêst striek er mei de hân nei ûnderen oer har blauwe jurk en frommele mei syn fingers oer it plak dêr't har skonken útinoar gongen. Oan it ribbeltsje fan it ilestyk om har mul koe er fernimme dat se in ûnderbroekje oan hie.

Hij rikte nei ûnderen om syn broek los te knoepjen.

‘Nee,’ rôp se, omheech wrakseljend tsjin syn earm, en it slagge har om rjochtop sitten te gean. ‘De jirpels koaitsje sa oan smots.’ Hij griep har om har wer del te triuwen, mar se ûntkaam oan syn hannen en sprong bûten syn berik. Se kloppe har klean rjocht en drafke de keamer út.

Under it middeisiten belle omke John, dy’t woe dat Free bij him kaam om him en omke Sherm te helpen om de rest fan it luzernehea dy middeis op te stekken. Mei tsjinsin gong Free dêrmei akkoart. It wie net maklik om omke John wat te wegerjen. Hij hie fan doel west om op ien of oare manier Aletha mei te troaien nei de foarriekeamer foar in knipperke tegearre.

Hij kaam om healwei fiven werom bij omke John wei en sette de bern daalk oan it wurk foar dy jûns. It wie belangryk, sa sei er tsjin har, dat se it wurk betiid dienen. Hij hie bij omke John berjocht krige dat it honkbalteam fan Bonnie dy jûns om sân oere oefenje soe yn it greidlân fan Alfred Engleking. Free sels makke sa fluch as er koe syn eigen karweikes ôf.

Sa’n tsien minuten foar de wenstige melkerstiid rûn er nei hûs om de melkamers te heljen. Nijsgjirrich om te sjen wat Aletha oan it dwaan wie, stapte er even de keuken yn. Dêr stie se bij de kachel de oerbleane seane jirpels yn in bakpanne te snipeljen. Se hearde syn stap op de drompel en seach oer it skouder.

‘Al mei it iten oan ’e gong, sjoch ik.’

‘In bytsje.’ Se hie in heel oar sin. Se hie blykber toch besletten dat se wol lije mocht wat der dy middeis foarfallen wie. ‘Dan hoech ik, as ik de jonges binnenkommen hear om de molke te skieden, dit allinnich noch mar foar op ’e kachel te setten.’

Hij stapte achter har en flijde de earms om har mul en drukte him tsjin har oan. Se fielde dat en lake as in goes. Se gong troch mei it snipeljen fan de kâlde jirpel dy’t se yn ’e hân hie. Doe’t se dêr klear mei wie, liet se de holle sakje. It gesicht fan de hierwoartels, dêr’t achterop de skieding begûn en it hier nei beide kanten útfloeide, makke him gleon. Syn hannen kamen omheech en leinen har om har boarsten, fol, stevich. Se flijde achterút tsjin him oan. Doe wie er der wis fan dat se fan gedachten feroare wie. Hij parse syn lippen djip yn de skieding boppe har nekke. Se fielde waarm oan yn syn earms.

Hij draaide har heal om yn syn earms en doe, de earm noch om har hinne, fierde er har mei, de wenkeamer yn nei de swarte hynstehierren sofa. Se bearde dat se net wist wat er mei har dwaan soe. Se fersette har net doe’t er har op de rêch deltreau. Hij gong even nêst har lizzen. No soe it dan wêze. Hij rikte ûnder har jurk en loek de rôze ûnderbroek

nei ûnderen. Har hierboskje dêr wie krekt as de skieding achter op har nekke. Doe't er fernaam hoe strak it ilestyk fan har ûnderbroekje oer har skonken spande, strûpte er dy nei ûnderen en holp er har om de rjochterskonk derút te lûken. Se lei dêr mei de eagen ticht en omheechrôle ûnder de eachlidden. Hij heakke syn galgen los en loek de overal nei ûnderen. Hij treau har skonken útinoar. Se fersetste har net. Hij riisde boppe har út en stjitte ta. Hij miste en glied derbij lâns; en sij kaam mei in skokje omheech.

‘O, net dêr.’

‘Spyt mij.’ Hij prebearre it noch in kear. De twadde kear gong er soepel en glêd nei binnen. Hij wist net wat er fiede. Syn geast wie folslein op 'e rin. Hij stjitte ferskeidene kearen ta.

‘Lit ús ophâlde,’ sei se ûnder him.

‘Doch ik dij sear dan?’

‘Nee.’

‘Wat is der dan?’

‘Lit ús ophâlde.’

Unwis loek er him werom. Hij begriep de sûnde-wurge toan fan har stim net. Se hie sein dat se noch noait mei in jonge gien wie. Al wist se fansels wol fan jonges ôf, opgroeid as se wie mei grutte hynders fan broers. Hij loek him werom yn syn ûnderguod, gong oerein, strûpte de overal omheech en heakke de galgen fêst. Under him stiek se de skonk wer yn de ûnderbroek en loek dy fluch omheech om 'e mul. Fansiden sjend, kaam se ek oerein. Krekt op dat stuit klonk der lûd bûten yn 'e stoepe. Se drafke gau nei de keuken om de tafel te dekken foar it iten. Dat gelûd yn 'e stoepe blik fan Albert te wêzen, dy't syn skuon pakt hie.

Even letter rôp Free Everett bij it bargeboarnen wei. It wie tiid om de kij te melken.

Hij koe mei Garrett Engleking nei it lân fan Alfred Engleking liftsje. Dy like it ridlik goed te dwaan bij syn twadde frou. Der like gjin inkeld merkten op him te sitten dat er twa kear ûntucht pleegd hie, ien kear mei June Memling en ien kear mei Laura Pipp. Garrett wie like grappich as altyd, ien en al fertrouwen dat sij, no't se al ien wedstryd yn har nije tenu spile hienen, har skonken troch in fervefabrikant yn Sioux Falls, no echt begjinne koenen mei in geweldich stedsteam. Se moasten beide even goed laitsje om de manier wêrop't se de earste wedstryd mei 11-7 ferlern hienen, omdat se har allegear sa ûnwennich field hienen yn har nije griis streepde pakjes, wylst dat ferrekte team fan Hello al de earste runs yn de earste inning skoard hie. Har binnenfjild hie yn dy inning seis fouten makke, fjouwer troch de tredde honkman Pete Haber.

Under it riden seach Free himsels al as ien dy't Garrett syn rol oernaam as de wenstige held fan Bonnie. Hij soe in no-hitter smite en ek in lange homerun en mei 1-0 winne. Hij gong sa yn dat fantasearjen op as werper yn de folgjende game dat er ûnbewust yn de auto nêst Garrett it begjin makke fan in smytbeweging. Doe, oan 'e ein fan de njoggende, mei himsels op de plaat, seach er de bal út de hân fan de werper fan de tsjinpartij kommen en nei syn mul draaien. Oan de draaiïng koe er sjen dat it in outdrop wurde soe. Hij gong achteroerhingjen op syn rjochterfoet; stapte doe nei foaren op de bal ta. Hij trof de bal op it brede stik fan de kneppeel en stjoerde him as in raket rjocht it fjild yn. Majestueus, prachtich, bôge er fier út, en fleach gewoan oer de naal fan de High School fan Hello, en kaam telâne op it hiem fan feilingmaster Meyling. Wat in homerun.

'Ik sei, hoe is 't mei dyn earm?'

Free wie mei in skok wer yn Garrett syn auto werom. 'O, dat. Fielt goed.'

'Moai sa, want we moatte it foaral fan dyn earm ha, witste.'

Free frege him ôf wat Garrett wol net tinke soe as er sjen kinnen hie wat er op syn heit syn swarte sofa mei Aletha besocht hie te dwaan. Doe't se bij it lân fan Alfred Engleking oankamen, wienen har maten dêr al dwaande mei hege ballen te slaan en nei elkoar te roppen fan 'Ik haw 'm, ik haw 'm'.

Se fermakken har o sa bij it oefenjen oant it hast te tsjuster wie om in bal te sjen. Se gongen mei har allen op de betonnen stoepe fan Alfred Engleking sitten om in flesse eigenmakke bier te drinken. Dat bier fan Alfred siet besinksel yn. Iderien begûn nei in skoftke winen te litten. Al gau liet Pete Haber in grouwéligenien fleane. Iderien, en sels de stoepe dêr't se op sieten, trille der wat fan. Pete draaide him foar de grap om nei lytse Fritz, it jonkje fan Robert Engleking. 'Dêr fljocht er hinne. Krij 'em, Fritz, krij 'em!' Doe suchte er oerdreaun en liet syn skouders hingje, en sei: 'Och, fergemy, hij is fuort. Wêrom bist der net achteroan stood, sa't ik dij sein hie? No sjogge we him noait wer.' Dêr folge in rou laitsjen op fan guon fan de mannen.

Omke John, omke Sherm en Garrett laken net. Dy wienen wat in netsjeser slach folk. It wie al tsjuster doe't Garrett Free bij de wettertoer ôfsette. Garrett ried bij Prospect Hill nei ûnderen nei hûs, wylst Free de oare kant útrûn nei hûs ta. Der wie ljocht op yn 'e keuken. Aletha wie noch net op bêd, en wachte wierskynlik op him. Hij frege him ôf watfoar sin se hie. Syn heit en mem soenen pas om middernacht thús wêze. Hij en Aletha soenen tiid bij de rûs ha om noch in kear wat meielkoar te djoeien as se him dat tastie. Hij besleat om it ditkear behindiger oan te pakken.

De gedachte oan wat syn mem tinke soe – har jonge, Free, net langer ûnskuldich en suver – skode er oan kant. Syn mem siet der folslein nêst wat honkbal oanbelange, dat se hie grif ek ûngelyk oer seks. Swalker hearde him it paad oprinnen en tsjoksele nei him ta. Free gong op de kelderdoar sitten en loek de skuon út. Swalker slikke him ferskillende kearen heel lichtsjes oer it ear en Free streake him op syn beurt oer de boppekant fan syn kop.

‘Bêste hûn, hear.’

Aletha seach op út syn heit syn draaistoel. Se siet de Bonnie Review te lêzen. Troch de iene lampe liken har wangen krekt trochsichtich perslein.

‘Hoi.’

‘Bern feilich op bêd?’

‘Ja.’ Se seach him oan mei in blik as wie se beskeadige, hoewol’t se tagelyk bliid like om him te sjen. Dy beskeadige blik wie dy fan alle tiden. Har eagen liken op blauwe moannen yn ’t kertier. Se frege: ‘Hast ek hunger?’

‘Net echt.’

‘Woest ek wat poeiermolke ha?’

‘Nee.’ Hij stie op har del te sjen. Hij fûn it amusant dat er gjin wroeging hie oer wat er no dwaan soe. Ja, hij wie de rikel en sij de teef. ‘Hjir,’ sei er, en naam har ûnder de earms beet en tilde har út syn heit syn stoel, dêr’t er sels op sitten gong, ‘gean bij mij op skoat sitten.’ Hij liet har bij him sitte. ‘Hjir, sa.’ Se liet de holle hingje, lake ûnnoazel en makke in nuvere wibeljende beweging. Dêrtroch stiigde it bloed him nei de eagen en waard it keukensljocht read. Hij plante in tút djip yn de skieding op har hals. Se lake as ien dy’t ergens oan tajûn hie.

‘Hjir,’ sei er, en holp har om mei him oer de linoaleumflier te gliden. Hij lei har nêst him del. Doe’t er har ûnderbroekje útstrûpe woe, fernaam er dat sij dat net oanhie. Se hie nei syn thúskomst útsjoen, dus. Sûnder nei him te sjen, en mei de eagen ticht en omheechsjend ûnder de eachlidden, die se de skonken faninoar. Dat wûn him noch mear op. It nikkel op syn mem har kachel skittere oan de iene kant. Hij loek de overal nei ûnderen. Ien blik en hij besepte dat er himsels noch noait sa sjoen hie. Hij hie wat dat op de kano fan in pelsjager like – in soad gewicht achtern mei de boech grutsk skean omheechstekkend. Wat soenen se no tegearre in prachtrit meitsje. Hij wist dat er har earst wat opwaarmje moast, mar hij koe gewoan net wachtsje. Hij riisde boppe har út en stjoerde syn kano de bocht om nei it iepen part fan de rivier. Tagelyk mei har batste er yn de weagens op. Se beweegde ûnder him as libben wetter. Lang om let wist er wat er mei har fielde. In geiser stie op it punt om los te brûzen.

Ynienen lei se as foar dea ûnder him. 'Lit ús ophâlde.'

'Net no.'

Se sei op mear berette toan: 'Lit ús ophâlde.'

'We binne noch net iens echt begûn.' Hij prate troch har sinnebrún hier tsjin it hurde linoaleum fan de flier.

Se besocht him fuort te triuwen. 'Lit ús ophâlde.'

'Nee,' rôp er. 'No net, fergemy.'

Se joech him wer in triuw. 'Toe no, foardat it te let is.'

Dat sette it spul oan 'e gong. God noch ta. Hij spuite har skokkend oer de hele búk hinne.

Se seach even nei it puoske aaiwyt spul; huvere; seach him even mei skitterjende eagen oan. Dat wie opnij in âlde blik, sa't se al faak dien hawwe moast. Se skuorde de jurk omheech en hold him fan har búk ôf, gong oerein en draafde nei it húske. Free lei even oer de flier te knypeagjen. Spitich. As se net om ien of oare reden dat âld sear yn 'e holle hân hie, hienen se in soad wille ha kinnen. Hij kaam oerein en loek de overal omheech, rûn nei it oanrjocht en wosk hannen en gesicht.

Doe't Aletha wer út it húske kaam, woe se him net oansjen. Sij rûn ek nei it oanrjocht om hannen en gesicht te waskjen. Doe, him noch altyd net oansjend, rûn se nei boppen om op bêd te gean.

Hij hie ynienen o sa'n honger en hie sin oan ien fan dy lekkernijen dy't er soms stikem út syn mem har foarriekeammerke pikte. Der seker fan dat er allinne wie, kaam it hearlike gefoel yn him op om wat ferbeans te dwaan. Hij krige in kom en lade dy fol mei ferskillende lekkere dingen: cornflakes, snipels griene muskussitroen, wat struisel fan raspe wite kokosnút, in hânfol rezinen, ferskeidene figen, fjouwer grouwe skeppen brune sûker, en as lêste wat rjemme fan de molke fan dy jûns. Hij skodde de oerbleaune rezinen yn de blauwe doaze wat los en omheech, om de doaze like fol lykje te litten as dêrfoar. It wie lekker. Hij iet stadich en geniete fan al dy ferskillende hearlike smaken. Doe't er it ophie, spilde er de kom en de leppel ûnder de pomp ôf en rêde se wer op. Ut it foarriekeammerke kommend fergeat er te dûken en stjitte er de holle tsjin de boppekant fan de doar iepening. Even ûntploften der stjerkes yn syn plasse. 'Au!' Hij roste him oer de holle en ferflokte de timmerman dy't dy lege doar makke hie.

Hij draaide it ljocht út en klom de trep op. Hij striek in lúsjefer oan om te sjen oft iderien wol op de goede stâl lei. Dat wie sa. Everett, Albert en Jonathan leinen ticht tsjinelkoar oan yn it súdlike bêd, lytse Abbott sliepte oan de oare kant yn it bêd op it noarden. Se sliepten allegear neaken, mei de lekkens deltreun. Dat wie in prachtgesicht: al dy ûnskuldige tichte eagen en lytse omfallen poddestuoltsjes. Wat in moaie samling slanke rôze jongeslyfkes. Hij hold fan har allegear.

Hij sloech de lúsjefer út, klaaide him yn it tsjuster út en kroep op bêd nêst Abbott. Nei in skoftke waard dy krekt genôch wekker om tsjin him oan te krûpen.

De oare moarns fertelde syn mem him dat dokter Paul Cottam yn Le Mars har toskten oanwiisd hie as skuldich oan har minne sûnens. Hij hie sein dat se dy lûke litte moast.

‘Docht mem dat dan?’

Se suchte. ‘Ik sil tink wol moatte.’

Twa dagen letter naam Alfred Ada mei nei dokter Dale Moloney yn Rock Falls om har boppetosken lûke te litten. Dat like noch net sa mâl mei dy boppetosken derút. Sa like se noch wat betochtsumer as gewoanlik. In wike letter loek Moloney de ûnderste toskten derút.

Doe’t Alfred en Ada op it hiem oankamen, fernaam Free daalk dat der wat gebeurde wie. It wie net allinne dat syn mem der, mei de toskten derút, like âld útseach as beppe; it wie wat oars. Alfred steunde Ada ûnder de earmtakke, doe’t er har yn ’e hûs eskortearde. Free gong even letter ek yn ’e hûs en trof syn mem op bêd oan, wyt as in deade, mei Aletha der helpeloas bij steand.

‘Mem, yn ’e goedichheid, mem sjocht derút as wie mem troch de wringer helle.’

‘Ja, ik leau dat jim mij suver hast kwyd west hienen.’ Sûnder har toskten en mei ynfallen wangen wie har spraak fol wiete s’en.

Alfred ferskynde achter Free. ‘Ja, jonge.’

‘Wat is der dan gebeurde?’ Free fiede hoe’t er sels ek wyt waard.

‘No,’ sei syn heit, dy’t prebearre te glimkjen no’t it allegear foarbij wie. ‘Dokter Moloney hie krekt de lêste tosk lutsen, doe’t er fernaam dat se net mear sykhelle. Dat hij joech har reuksâlt. Doe’t dat har net bij kennis brocht, pjukte er wat yn har om mei in nulle. Dêr kaam se úteinlik wer troch ta har sûpe en stút ... ek al moast er har in pear kear stevich op it wang slaan om har derbij te hâlden. Wistste, hij hie har mei gas weimakke doe’t er de toskten loek.’

Ada har fingers tस्पelen oan de seame fan de kleurde fjouwerkantsjes fan de oertekken. ‘It kaam fan dat gas. Ik kin it no noch priuwe.’

‘Mar is mem no wer ynoarder?’

‘Ja. Ik fied mij allinne noch wat slop.’

Free pakte syn mem bij de pols en telde dy neffens syn eigen. Har polsslach like aardich regelmjittich. ‘It wie dan net mem har hart?’ Hij hold ynlik har pols beet.

‘Nee,’ sei Alfred. ‘It wie dat gas.’

Ada skodholle ferwûndere bij harsels. ‘Mar ik leau wol dat it even stilstien hat. Mar dy ynjeksje fan him hat mij der trochskuord. Dat wie

adrenaline, sei er.' Se glimke nei dêr't Free har pols beethold. Se fûn it moai dat er har oanrekke.

'It wie sa frjemd, jonge. Eventsjes wie ik yn in oare wrâld. Ik lei op wat sachts, krekt as wie alles farsk bomwol, mei ingels dy't op de hegere wite tûfkes sieten.'

Free besocht der in grapke oer te meitsjen. 'Mem hat dêr net tafallich har heit, pake Alfred sjoen?'

'Nee. Him ha 'k net sjoen.'

'O, goed dan,' sei Alfred. 'Dan wiest noch net safier as de himel. Want dy is seker yn 'e himel.'

Free moast him omdraaie. Se namen it sa ernstich op. Hij rûn nei bûten, pakte de melkamers en rûn nei de skuorre. Hij fielde dat er wyt seach. Dat krige er fan syn geiljen op Aletha. In pear wike letter stjoerde Ada Aletha nei hûs. Se sei dat de reden wie dat se har net betelje koenen. Mar Free wist dat se fernommen hie hoe frjemd hij en Aletha tsjinelkoar dienen.

Free * 22

Free begûn mids augustus mei it hjerstploegjen. Hij pakte earst de súdwestlike fyftich oan. De âlde Emerson dûbelploege hie twa tolvetoms ploechizers. Ien ploechgong betsjutte dat de grûn oer in breedte fan fjouwer foet omflapt wie. It naam heel wat ploechgongen om fyftich acres stoppelfjild om te ploegjen. Oan de úteinen, mei de ploechizers omheechlutsen, hobbelt rôle de âld Emerson as in hynder mei brutsen poaten oer de grûn. Mar as ienkear de foethevel wer yntrape wie, en de twa izers har wer de grûn yn biten hienen, rûn er egaal en stevich troch. Free mocht heel graach ploegje. Op it stektimmerjen nei wie dat sa ûngefear it moaiste boerewurk. Hij brûkte de bêste hynders, Maud en Nell foarop, Sam en Prince en Fan achteroan.

As hij se ienkear goed ôfjage hie, wie ploegjen mar in kerweike fan neat. Nell foaroan wie geweldig. De measte tiid hoegde er oan 'e ein net iens te mennem. Se bleau rjochtút lûken foarbij de ploechstripe, oant er de foethevel yntrape, om dan Maud meilûkend stadich nei rjochts te swinken en ek it achterteam, en dan naam se de breedte fan de al ploege stripe en fierder, oant se op presys it goede punt nochris nei rjochts swonk en de oare hynders meiloeke, oant se bij de fuorge kaam en dan rûn se de fuorge del op krekt it momint dat Free de ploege deltrape. Nei elke ploechgong learde se om rekken te hâlden mei de fjouwer ekstra foet dy't se krekt dien hienen. In grut part fan

de dei koe Free gewoan de linen oan it hânfet fan de ploege fêstsette en har ferjitte. De leien fan de achterste hynders liet er slop delhingje.

De earste pear dagen wie it in hele aardichheid om de ierdswellen tusken de hynders troch saaien te sjen wylst se brimzen en hynstebiters ophapten. Har fernimstige blauswarte reinbôgekleurige wjukjes koenen har lyfkes alle kanten útstjoere, hoe wyld de miggen ek fuort besochten te snjitten. Twa trochgeande acht tomme tsjokke linten fan poarperen ierde krollen ûnder syn sitpanne troch en bedobben gouden stoppels en grien foksesturtgers. De krekt snijde ierde glom as de boppekant fan in krekt poetste kôkkachel. Der ferskynde in grutte samling dingen yn it glimmende oerflak: kleurde grintstientsjes, wite larven, lytse klútsjes parlemoerkleurich sân, trochsnijde pieren, gapjende holtsjes fan wangpûderotten, trochsnijde woartels fan wylde roazen. No en dan hellen de ploechizers in mûzenêst oer de kop en leinen dan in dûnsachtich húske bleat mei piipjende wite mûskes dy't der ferdôve útkroepen.

Tsjin de fjirde dei waard Free wer hongereich nei boeken. Wittend dat syn heit it mier hie oan lêzen ûnder it wurk, begûn Free binnen yn syn overal in boek te ferskûljen, krekt ûnder de foarflap. Hij paste der altyd goed op dat er de knopen ticht hie. Troch it dragen fan in boek nei it wurk seach er der in bytsje út as wie er wat groeid. Hij soarge der elke dei bij de earste pear rûngongen foar dat de hynders har der goed bijjoegen, foaral syn earste hynder Nell, om dêrnei de linen om de ploechhevel te slaan en ûntspand sitten te gean. Hij wachte altyd oant hij en de hynders oer de heuvel bûten it sicht wienen en dan, krekt as de skoarstien fan it hûs út it sicht ferdwûn, helle er syn boek foar it ljocht.

Lykas altyd begûn er syn boeken stadich, krekt sa't er pas njonkelytsen freonen makke. It meitsjen fan nije freonen betsjutte altyd dat er yngripende feroaringen meitsje moast. It naam altyd in skoft om út te finen wa't in goede maat wêze soe. As in frjemd fuortendaalk maten mei him wurde woe, dan betsjutte dat meastal dat der net folle pit yn siet. Sa wie it begjinnen oan in nij boek mei nije persoanen altyd in prachtich dilemma, suver itselde as it nimmen fan de earste hap yn in skerpe pittige abrikoas. Jo tochten 'ennhh' tagelyk dat jo net langer dy abrikoas wjerstân biede koenen. It like ek in soad op swimmen. Jo mochten graach wat omspringe yn it stromende wetter fan in rivier, mar o! dy earste sprong fan de kant ôf, dat wie altyd in probleem. Mar úteinlik sprongen jo der lykwols altyd yn, omdat jo graach de boel útprebearje woenen, en leafst witte woenen wat der nei de folgjende bocht gebeure soe.

Op dat stuit wie er al in ein yn Jack London syn The Sea Wolf op en koe er der net ôfbliuwe. Hij koe mar amper wachtsje om it fjild yn

te gean en der oan de oare kant fan de heuvel yn te lêzen. Hij hie it boek mei soarch yn tsjok brún slachterspapier ynpakt om smoarge plakken te foarkommen, en fage syn hannen altyd sûkerskjin ôf en sloech de siden om mei de râne fan it ylbultsje op syn tomme. Hij hie in soarte fan natuerlike wekker yn 'e holle, dy't him op de weromreis, krekt as er sa likernôch boppe oan de heuvel kaam en wer yn it sicht fan de skuorre wie, wer op 'e wrâld werombrocht. Mar ien kear op in middei die dy wekker it net. Hij wie alheel yn The Sea Wolf ferdjippe, doe't syn heit ynienen nêst him wat sei.

'No, jonge, it liket as kin ik âlde Nell dyn lean wol jaan, no't ik fernim dat sij al it wurk foar di docht.' Free klapte it boek ticht en prebearre it krekt op tiid net te ferbergjen yn syn overal. Hij besleat om mei te gean yn de útfal fan syn heit. 'Ik wist net dat heit mij lean betelle.'

Alfred pakte it boek en blêde der trochhinne. 'Fan dijsels?'

'Nee. Fan dokter Fairlamb. Fan in rige. Dat ik mei it net ferlieze.'

'Dêrom hast der dat papier omhinne?'

'Ja.'

'Goed, jonge. Ik bin bliid datst goed op in oar syn besit past. Mar net om dij bij it wurk lêzen te sjen.'

'Dat kin helendal gjin kwea. Sjoch mar nei it ploegjen. Ik en Nell dogge dat hartstikke goed.' Alfred draaide him om en rûn in kear it ein op en del, en beseach elke ploechgong. Hij koe gjin oersleine stripe sjen. Hij ynspekterde ek elk hynder heel presys. Alle fiif liken se der goed oan ta te wêzen; in bytsje hymjend, mar net mear as te ferwachtsjen wie. 'Toch bin ik der no krekt net al te wiis mei datsto sa helendal yn dat boekjesgelul opgiest.'

'Geëamel, bedoelt heit, toch? Sa't pake altyd sei?'

'Nee, gelul, sa't ik sis. Omdat hij ek mear lies as goed foar him wie.'

Alfred trêde nei it hege gers oan 'e ein fan de eker en pakte twa ammerkes. 'Ik ha dij hjoed dyn middeisiten brocht.'

'Yn pleats fan de jonges, ha, sadat heit mij neiride koe.'

'Hast goed sketten.'

Swalker kaam út it gers oandraven. Hij hie krekt even lekker draafd en syn tonge hong pûstend út 'e bek. Hij kaam op har ta en slikke Alfred earst even oer de hân en doe Free. Dat bêde Alfred wat del. Heit en soan gongen yn de stoppels sitten foar it middeisiten. Se sieten goed en wol op har brochjes te kôgjen, doe't Swalker ynienen oan har fuottenein ta libben kaam. Hij gong stean; skodde syn swarte facht út; en begûn ferwoest te blaffen.

Free en Alfred seagen omheech bij de skeante op. It wie de hûn fan Butler, Sport, ek in harder mei deselde swart-wite tekening. Alfred glimke. 'Pak 'em, Swalker.'

Dy begûn as in liuw te grânzgjen en spatte fuort, mei it achterein plat. Sport blafte werom. Mar foardat er sels de nekhierren rjochtop sette koe, wie Swalker him al op 'e hûd sprongen en hie er him al yn 'e nekke biten. Sport jankte ferbaasd fan de pine. Hij draaide him mei in gisel om nei it stikeltriedstek fan Butler. Swalker hie krekt de gong deryn en siet it hele ein deun achter Sport syn sturt oan. It slagge him om him ferskillende kearen yn 'e sturt te biten. Sport glied ûnder it stek troch, mei Swalker noch achter him oan.

Sa'n fyftich meter it stoppelfjild fan Butler yn, like Sport himsels te betinken. Hij wie op it terrein fan syn baas, net dat fan de buorman. Dêr wie hij de baas, en Swalker net. Sport draaide him yn 'e flecht om en foel Swalker rjocht fan foaren oan. Der folge in ferskriklike tizeboel fan ûntbleate tosk en stive sturten en heech opsette nekken. Der waard poerlik grânzge. En it waard Swalker syn beurt om him ôf te freegjen wêr't er wie. Sport, op eigen terrein, focht ynienen as in duvel. Swalker krige lang om let yn 'e gaten dat er net mear op eigen terrein wie. Fuortdaalk liet er de sturt sakje en strûsde er nei hûs. Sport him mei in triomfantlik byljen achternei. It slagge him om Swalker yn syn kûnt te biten, krekt doe't dy ûnder it stek troch strûpte; en noch in kear doe't se lâns de pûstende hynders stoden. Dy stienen mei de kop omheech en liken krekt sa ferbjustere troch de tsierende hûnen as Free en Alfred wienen.

Sa'n tsien meter yn Alfred syn lân op blik Swalker himsels op syn beurt te betinken. Hij wie op it eigen terrein fan syn baas, net dy fan de buorman. Dêr wie hij de baas en Sport net. Swalker feroare midden yn 'e flecht fan rjochting en fleach Sport rjocht oan, mei de tosk bleat. Hij biet him fûl yn 'e hals. Der folge wer even in grânzgjend gegisel fan swarte hierrige live. Mei har beiden liken de twa hûnen op in woest rûngiseljende aaiklopper. Doe besepte Sport wêr't er wie, en mei de sturt omleech en dûkend mei de kop, naaide er út nei de feilichheid oare kant it stek. De twa hûnen jagen elkoar fjouwer kear hinne en wer, foardat Sport úteinlik it spul oerjoech. Hij wie in eintsje fierder fan hûs as Swalker. Dy kaam werom, mei de tonge út 'e bek, en fljide him del yn de stoppels tusken Alfred en Free yn. Hij lei mei de kop yn de rjochting fan de pleats fan Butler, it each op de kym, klear om de folgjende ynkringer út te daagjen.

Alfred naam in lêste swolchje tee en stiek de piip oan. 'Ja, it is altyd belangryk om te witten wa't de baas is. Nim bijgelyks hoe't ik yn de maityd, as de sûgen bigje, it bazichste bearke útkies en him dan ruilje foar it bazichste bearke út Minnesota, sadat ik gjin yntylt krij.' Hij lurke even djip oan de piip. 'As de sûgen bigje, krij ik net folle sliep. Ik moat der altyd bij wêze om derfoar te soargjen dat it bigjen goed giet. En ik

moat oan dek wêze om te sjen hokker bearke de baas is. Bij elk team is der altyd ien bear dy't baas is. Dy komt it earste ta syn besleur en giet it earste op de spien ôf. Dy soarget der ek foar dat er as earste genôch hat foardat er de oare bichjes wat hawwe lit. Dy skoot er oan 'e kant oant er alles hat wat er wol.'

Free wist net goed oft er dat wol allegear hearre woe. 'Wat hat dit mei mij te krijen?'

'Ik wol datst dat witst, yn it gefal datst him op in maityd sels útsykje moatst.'

'Ik tink net dat ik boer wurde wol, heit.'

'Rrrhaa. Ik siet deroan te tinken datsto, yn it gefal dat ik ynienen dea delfalle soe, witte soest hoest de pleats foar mem bebuorkje koest.'

Free sei neat.

'As alle teamen opgroeie, sykje dan hieltyd de allerbazichste út. Foaral ast se oan it boarnen bist. Dy't noch altyd alle oaren fuorttriuwt bij de trôge wei oant er sêd is, dy't alles ha wol, dy ruilest mei ien fan in oar dy't dêr de bazichste is.'

'It útkiezen fan in bear is no krekt net sa kristlik, of wol?'

'Nee, dat is sa. Mar we ha it no ek oer de bargewrâld.'

'Hoe kiese jo dan de bêste lytse sûch út?'

'De jonge sûch? Dêr hoechst dij net drok oer te meitsjen. Oer it algemien omdatst suver mei alle jonge sûgen goed fokke kinst.'

Free wie skokt. 'Heit bedoelt te sizzen dat de measte sûgen goed binne, mar de measte jonge bearkes net?'

'Ja. Lit ús sizze datst hûndert lytse bichjes fongen hast. Trijeënfyflich of sa sille jonkjes wêze, sânenfjirtich famkes. Sa'n seis jonkjes geane de earste pear dagen dea. Net sa goed sûn. Dy binne net sa snoad. Fan de oare jonkgebichjes binne mar sa'n seis of sân echt goed. De oerbliuwende fjirtich, no, it iennige dêr't se echt goed foar binne is om se fet te mesten. As jo prebearje soenen jo sûgen mei ien fan dy fjirtich drachtich te meitsjen, dat wol sizze, as him dat slagge, no, dan soe binnen twa generaasjes jo bargebeslach derop achterútgean. Jo krigen der noait de bêste prizen foar, sels al fuorren jo se it bêste mais fan 'e wrâld.'

'Dat is dan wol in heel frjemde manier fan God om de saken te regeljen.'

'Wit ik. Ik tocht dat ek doe't de âlde George Pullman mij dat learde. Mar sa is it.'

'Ik freegje mij ôf oft dat foar minsken ek jildt.'

'Wit ik net. Dêr hat George Pullman it noait oer hân. Hij wie dêr tefolle in hear foar. En wat mijsels oanbelanget, ik doarst myn maten soks net te freegjen.'

Free krige The Sea Wolf op. ‘Wit heit, dêr giet dit boek eigenlik ek oer.’

‘Hnnh. Dat boek wer.’

‘Feitlik skriuwt Jack London krekt sa’t heit praat.’

Alfred sprong oerein. ‘Do mei dyn grutte ideeën.’ Hij pakte de lunsjammerkes en sette wat fergrime op hûs ta en sei oer syn skouder: ‘Ast dy fuorgen mar rjocht hâldst.’

Free paste der dêrnei goed foar op om it boek út it sicht te hâlden.

Hij lies oer de striid fan Jack London om skriuwer te wurden, en besleat dat, ja, hij ek skriuwe woe. Der gong neat boppe in goed ferhaal te lêzen en om dêryn helendal op te gean. In goed ferhaal holp jo om yn in oare wrâld te libjen, sadat jo even fergeaten wa’t jo yn it echte libben wienen.

It iennige probleem wie om op papier te krijen wat echt echt wie. Dat wie wat der mis wie mei de measte skriuwers. Dy slagge it noait om út te finen wêr’t it echte ek echt echt wie. Lykas wannear’t er himsels yn in deidroom honkbalspyljen seach. Sa’n honkbalspul yn in deidroom wie sa echt, dat er dúdlik de stekken fan de tried yn de draaiende bal sjen koe, as dy op him ôfkaam bij de werper wei, en echt it label lêze koe om te sjen oft it al of net in bal wie fan de nasjonale kompetysje of de Amerikaanse kompetysje. Mei de fûst nei de grûn skodzjend wylst er út rûtime de kerweikes op it hiem die, swearde er bij himsels, knikkend, dat er op in dei op ien of oare manier syn ferhalen sa echt meitsje soe, sa dramatys, dat de lêzer bij de beskriuwing fan in stofstoarm tinke soe dat er echt stof tusken syn toskten preau. De lêzer soe bij it lêzen ûnbewust de lippen mei de tonge wietmeitsje.

Op in middei, wylst de hynders útrêsten, naam er in beslút. Under it skeane dak boppe de hynstestâlen socht er op de heasolder in plakje út, dêr’t troch in rûtsje wat ljocht kaam. Hij fage it tsjêf en it stof fuort en prakkesearde in skean ôfrinnend skriuwtafeltsje ynelkoar fan de achterplanke fan in wein en in stoel fan in âld bierkrat. Hij pjukte in brutsen bêdfear yn de muorre boppe it buroke as potleadhâlder en begûn stikem slachterspapier út ’e hûs mei te pikken. Hij makke in geheim gongkje troch de bulte luzernehea op it middenpart fan de heasolder om yn syn skriuwerskeammerke te kommen. Hij woe net dat ien him betraapje koe as er drok siet te skriuwen.

Hij besocht earst te skriuwen oer it ferdrinken fan it famke fan Hoffman, mar doe’t er besocht om sjen te litten hoe’t se har fielde, doe’t it wetter har derûnder sûgde, koe er dat net echt genôch meitsje. Dêrnei besocht er it ferhaal te fertellen fan in geweldich pul dat in sekere Slim Fredman op in freedtejûn as werper spile hie tsjin Alvord, mar dat

slagge him ek net. It wie te maklik om in slachman op papier út te slaan.

Lang om let keas er in detectiveferhaal út. Hij wie noait dy kear fergetten doe't Henry Hiller prebearre hie om op de winkelstrjitte mei in gewear Milo Kerber del te sjitten. Hij brûkte wat er dy sneontejûns sjoen hie, en foege der in oare episoade oan ta, wêryn't in op Hiller lykjende man letter dy nachts in op Kerber lykjende man besloep en troch in iepen rût op him skeat, wylst dy syn piip siet te smoken. Detective Slim Fredman loste dy misdie op troch in ôfjitsel te meitsjen fan de fuotstappen ûnder it rût.

Free neamde it 'It Tsjuster fan de Nacht.' Hij skreau it netsjes oer op wat fan syn mem har lineard papier en stjoerde dat nei in boerekrantsje fan Iowa.

Soms, as jûns de kerweikes en de ôfwask dien wienen, mochten de bern graach wat op it gers omstoeie. Free koe it dan net litte om mei te dwaan. De plicht rôp him nei syn geheime tafeltsje op de heasolder, mar de leafde foar syn broers rôp him dan it hiem op. Syn broers prebearren altyd syn kracht út, Albert foaral, dy't de lêste tiid ûngemurken dryst wurden wie. Dy bewearde hieltyd dat sij, as sij alle fiif, sels ek de lytse Sherman, him allegear tagelyk beetpakten, him dan op de grûn krije kinne soenen. As Free de oare kant útseach, joech Albert har dan in sinjaal en dan sprongen se him op it liif. Free hie gjin muoite mei har. Everett hie mar ien sterke earm, want syn oare earm wie noait wer echt better wurden fan de berneferlamming, en Albert, hoewol stevich, wie net grut genôch, wylst Jonathan noch mar sa'n lytse strobbe wie dy't allinne mar in pear pikespierkes hie om mei te wrakseljen, en Abbott te gau tûtsje woe om it wer goed te meitsjen.

Fansels stie de waggeljende lytse Sherman har allinne mar yn 'e wei, en as er in wiete broek hie, wie dat foar beide partijen ferfelend. Kideljen wie net tastien, mar it duorre net lang of Free begûn toch te laitsjen, en laitsjend wie er mar in heal man. Dan tommelen se him op 't lêst op 'e grûn en kroepen se boppe op him, wylst se om de beurt prebearren om in earm of in skonk fêst te hâlden, seker dat se him op 't lêst wol ferslaan koenen.

Alfred siet op de kelderdoar te laitsjen. 'Jonges, jim dêr sa te fjochtsjen lykje krekt in stel jirpels dy't oer de grûn lizze te tsieren.' De bern wrakseljen en stinden en laken mei har allen troch. Doe't Alfred úteinlik seach dat de fiif bern Free toch net plat krije koenen, koe er it net litte om mei te dwaan.

'Hee, net earlik,' rôp Free, doe't er syn heit boppe him opdaagjen seach.

'O, ik reitsje dij net oan,' sei Alfred. 'Ik help allinne mar dyn broers

om har bêste wapen te brûken.’ Hij krige lytse Sherm op en sette him mei it achterst op Free syn noas. De wiete broek sleat net allinne alle siken ôf, hij liet him ek hast stikke. Free moast it oerjaan.

‘Toch wie dat net earlik,’ sei Free, bearend dat er stikte. ‘Heit wit ek noch wol dat yn de lêste oarloch iderien sei dat de smoarge moffen net earlik fochten doe’t se gas brûkten.’

Alfred stoppe de piip, wylst er wer op de kelderdoar sitten gong. Syn gesicht spliet yn twaen fan it laitsjen. ‘Ik woe dij allinne even sjen litte datsto net de iennige bist mei heldere ideeën. Guon fan ús hoeve gjin boeken te lêzen om in oarloch te winnen. Wij helje ús ideeën út de heldere loft.’

‘Ha, heit bedoelt út in wiet ruft.’

In moanne letter krige Free in ôfwizing fan it boerebledsje. ‘Graach bij jo bijdragen in kefert bijslute mei jo adres en in postsegel. De redaksje.’

Free ✧ 23

Dy hjerstmis kocht Alfred in twaddehâns maisplôkersmasine. Doe’t er der ienkear oan wend wie dy te stjoeren, koe er der net oer út hoe fluch de mais derút kaam. Dat wie beslist in ferduld stik makliker as mais mei de hân te plôkjen. Alfred hie dat jier in poerbêste maisopbringst. Yn trije wiken hienen se tsientûzen bushel fan it lân helle. Doe’t de maisdroechskuorre fol wie, bouden se bûten in tydlik opslachplak, twa ûnbidige tuorren fan trije gouden lagen heech.

Alfred wie alheel út ’e skroeven. Mei de hege maispriis koe er syn skulden ôfbetelje. Hij hie yn ’e maityd gokt doe’t er ekstra hynders, ekstra kij, en ekstra masines kocht hie. En, hij hie wûn. Hij hie it heale Hamiltonperseel hierd, omdat er al dy opgroeïende jonges hie, en ferdikkeme, it begûn derop te lykjen dat dat de bêste set wie dy’t er oait dien hie. Alfred hie sa’n poerbêst sin dat er Free in baantsje oannimme liet om foar har âlde bultloegersmaat Barry Simmons mei de hân mais te plôkjen. Barry en syn frou hienen it fjirdepartperseel fan Hamilton oernommen, neidat syn heit dêrwei gien wie, dat it hie foar Free wat fan wer thúskommen om mais te plôkjen op it plak dêr’t er as jonge opgroeid wie.

Free die dat plôkjen mei de hân de earste deis rêstich oan. It wie krekt as bij honkbal, jo moasten earst even oefenje, of oars ferstûken jo de pols. Dat de earste deis kaam er thus mei twa ladingen fan fiïfentjirtich bushels elk. De twadde deis gong er der wat fûler op los, almeast omdat de jonge dêr’t er achteroan wurke, Frank Haber, in neef

fan Floris Haber, him pleage dat er te langliddich wie om fluch plôkje te kinnen. Hij kaam mei twa ladingen fan fyftich bushels elk thús.

De tredde deis sette er de sokken deryn. Se wienen op itselde stik lân dêr't er maisplôkjen leard hie, doe't er op skoalle noch twaddeklasser wie. Syn skimmels, Maud en Nell, dy't ek wisten dat se op âldbekend terrein wienen, sieten Frank Haber de hele dei op de hakken. No en dan sprong Free sels even oan 'e kant en plôke er in kolf út Frank syn folgjende rûngong. Op 't lêst, om trije oere de middeis, suggerearde Frank dat Free him wol foarbijgean koe. En dat die er. Dy jûns kaam er thús mei sânensechtich bushels yn ien lading. Dy sânensechtich bij de achtenfyftich dy't er de moarns hân hie, joegen him in totaal fan hûndertfyftjin dy deis. Frank syn totaal wie hûndertentsien dy deis. Free gong dy jûns op bêd mei de wittenskip dat er tsjin de bêste plôkje koe. Frank hie it jier dêrfoar it kampioenskip wûn fan de streek. En sels noch better, Free wie amper wurch.

De oare deis wienen Free en Frank klear mei it mais fan Barry Simmons. Doe't Free syn skimmels en syn ratteljende lege wein om fjouwer oere dy middeis nei syn heit en mem weromried, hie er in sjek yn syn bûse fan 32 dollar. Barry betelle de gongbere priis fan acht sint de bushel. Nei iten frege Alfred oan Free wat er mei al dat jild dwaan soe. De bern leinen al op bêd en hij en syn heit en mem sieten bijelkoar yn 'e keuken. Free siet foar de twadde kear Quo Vadis te lêzen. It wie it iennige boek dêr't syn heit gjin beswier tsjin hie dat er it lies, omdat it troch dominy goedfûn wie. Free siet foar de kachel mei de fuotten yn de kolvebak. Alfred siet yn syn draaistoel in piip te smoken mei de fuotten op de hoeke fan de tafel. Ada siet in nije jurk te knippen neffens in patroan dat muoike Karen stjoerd hie. Ien inkele gloeilampe smiet in giel ljocht oer har allegear hinne.

‘Krij ik gjin antwurd?’ sei Alfred.

Free seach op. ‘Ik siet deroan te tinken om mijsels in nije oerjas te keapjen.’

‘Wat is der mis mei dyn âlde jas?’

‘Heit bedoelt myn âld learen jas?’

‘Dy bedoel ik net,’ sei Alfred. ‘Ik bedoel de jas dy’t omke Richard dij stjoerd hat.’

‘O, heit.’ Free tilde syn fuotten út 'e kolvebak en draaide him om nei syn heit ta. Sels yn syn sokken kamen syn hakken mei in fûle klap op de flier del. ‘Dat kakiding – dat wie syn âld legerjas út 'e oarloch.’

‘Mar dy is mar amper droegen,’ sei Alfred.

‘Fierste koart foar mij. Dan sjoch ik der sa healwiis út.’

Alfred syn lippen loeken strak. ‘Do bist dus te goed om noch twaddehânskean te dragen, hè? No, lit ik dij ris wat sizze, jonkje –’

‘Alfred!’ Sûnder har toskten prate Ada ûndúdlik. Der sieten blauwe trijehoekjes ûnder har eagen. ‘Do draachst ek graach netsjese klean.’

‘Hee,’ sei Alfred, ‘nimst it no foar dy jonge op? Wylst er al te grut foar syn broek is?’

Free koe it net litte. ‘Heit bedoelt, foar myn twaddehânskelean, toch?’ Hij hie omke Richard syn legerjas ien kear droegen, yn ‘e stêd, en dat hie genôch west. Hij hie sjoen hoe frjemd dat prachtige famke fan Brewster, Elizabeth, dêrnei sjoen hie. En gjin wûnder. Syn knibbels hienen der ûnderwei stutsen as in pear earmtakken fan in kachelspiip.

Alfred syn kin skeat nei foaren. ‘Sjochst no wol? Hij hat no sels al in wize mûle tsjin syn âlden.’

Ada sei kalm: ‘Wat wolsto dan dat er mei dat fertsjinne jild docht?’

‘No,’ sei Alfred, ‘doe’t ik sa âld wie, gong al myn fertsjinst nei ús heit. Oant ik ienentweintich wie.’

Ada suchte. ‘No, Alfred, as dy jonge in kear nei it seminaarje giet, dan soe it tink in goed idee wêze as er foar dy dei begûn te sparjen.’

‘Mrrmmp,’ grânzge Alfred, en slokte troch wat er noch sizze woe. Ada seach Free oan mei har goede-memlaits. Omdat se gjin toskten mear hie, wie dat net om oan te sjen en hij seach de oare kant út.

‘Wat soest mei dat jild dwaan wolle, Free? Do hast it sels fertsjinne.’

‘In nije jas keapje.’

Alfred sette mei in dûbele klap beide fuotten op de flier, sa lûd dat Ada dêr’t se siet derfan hinne en wer skodde.

‘As ik dy nije jas bij Sears Roebuck wei yn ús brievebus yn ‘e stêd fyn, no dan hast in probleem.’

Free moast syn bêst dwaan om syn heit yn ‘e eagen te sjen, mar it slagge him. ‘Mar fierder kin ik mei dat jild dwaan wat ik mar wol?’

‘No ...,’ begûn Alfred.

‘Alfred, hat de Heare ús dit jier net segene mei in goede opbringst?’

‘Ja, dat hat Er.’

‘En ha wij oer ús âldste jonge dit jier net tefreden west?’

‘No, ja dat wol, mar dat wie wat we yn it earste plak fan him ferwachten. Jo jouwe gjinien in beleanning foar wat er ûndersteld wurdt te dwaan.’

Free sei: ‘No, as dat alles is wat ik derfoar krij, dan soe ik likegoed loai wurde kinne.’

Ada seach him warskôgjend oan. Troch dy blik, yn kombinaasje mei har ynfallen wangen en nei binnen sûgde lippen, seach se der sinister út. Alfred gong stean en kloppe de prop yn ‘e piip yn de kachel út. Hij strûpte syn blauwe spikerstoffen jas oan en stapte nei bûten. Free koe it net litte om yn himsels te grommeljen: ‘Dy heit, dy tinkt dat we noch altyd yn ‘e tiid libje dat hysels sechtjin wie. Hij kin mar net begripe dat de tiden feroare binne.’

‘No no.’ Geduldich lei Ada in stik patroanpapier oer in pearse lape stof hinne.

‘Ik ha it gefoel dat ik hjir yn in gefangenis libje. Neidat ik myn part fan it wurk dien ha, bin ik noch altyd net frij om te lêzen wat ik wol. Heit is noch slimmer as de Dútse keizer.’ Hij gong stean en begûn yn de keuken hinne en wer te trêdzjen en fernaam dat er deselde slingerjende stappen as syn heit naam as dy hinne en wer rûn. Dat irritearde him noch mear. ‘Ik bliuw hjir net lang mear.’

‘Jonge toch!’

‘Mem mei hjir ferskimmelje, mar ik net.’

‘Jim heit hat ek syn goede kanten.’

‘Hokker dan?’

‘Hoefolle manlju helpe har frou de klean te waskjen sa’t jim heit docht? Hoefolle manlju stean derop dat har jonges har mem helpe de tafel te dekken en te skûtelwaskjen? Hoefolle manlju binne sa netsjes en skjin as hij is? En dat ek har jonges leare?’

Free moast tajaan dat dat allegear wier wie. Syn heit wie sels goed yn kleanstriken en knoopoannaaien. En syn heit syn tafelmanieren wienen like goed as dy fan dominy.

‘Ja, jim earme heit, do moatst net sa hurd oer him wêze.’ Free seach har even fluch oan.

‘Miskien haw ik al dy jierren jim heit wat ûntsein dêr’t er mear fan hawwe moatten hie, as ik sjoch dat de Heare him makke hat sa’t er is.’

Free stoarre syn mem oan. De gloeilampe dy’t fan ’e midden fan de solder delhong, hong presys op syn eachhichte en hij moast troch it ljocht dêrfan nei har sjen. Se like omsletten troch in heldere gloede. Dienen se it noch altyd? Tinkend oan wat er mei Aletha Gladjanus dien hie, hast op itselde plak as dêr’t er op dat stuit stie, fiede er him beskamme.

‘Ien ding soe ik toch graach wolle, jonge.’

‘Wat dan, mem?’

‘Ik ha it al faker sein. Ik soe it heel moai fine ast in belidend lid fan ús tsjerke waardst. Dat soe mij seker oanstean.’

‘Och, mem.’

‘Op in dei silst bliid wêze datst it dien hast. As ik der net langer bin.’

‘Dat is net earlik, mem.’

‘Wit ik, jonge. Mar Gods wil.’

In oere letter, doe’t er him op bêd omdraaide, hearde Free syn heit en mem yn it tsjuster ûnder him praten. Hij tilde in ear fan it kjessen op. Syn heit wie noch altyd grimmitich dat Free net in poerbêste waarme winterjas drage woe, en syn mem wie har gewoane kalme sels, en wiisde derop dat de jonge toch wol wat bespotlik like yn de legerjas fan syn omke.

‘No, wat soe ’t?’ Alfred stuitere sa op en del dat Free dúdlik de fearren fan har matras piipjen hearre koe. ‘Ik seach der ek wat raar út doe’t iksels ôfleine klean droech. Fan Pullman. Fan Reynolds. Fan Harmings. En dat hat mij gjin kwea dien. Feitlik hie ik noch gelok al dy goede klean te krijen. Al wie it allinne mar om waarm te bliuwen.’

‘Alfred, do hast echt in goede man west. Folle better as ik oait fan dij ferwachte hie. Mar, Alfred, no, wat dit iene ding oangiet, tink ik datst wat te fier giest.’

‘Ik tink deroan hoe’t ús heit mij grutbrocht hat.’

‘Alfred, dyn soan kin foar dij net wêze watsto foar dyn heit west hast.’

‘Free skaait út nei de Englekingkant fan de famylje, mei al dy opfokte ideeën fan him.’

‘Opfokt? Is it ferkeard fan him om te tinken foargonger te wurden?’ Ada har stim gong wat omheech, en dêrbij klonk se troch har toskeloaze mûle wat dronken.

‘Aarrch, krekt as mei jim heit, dy’t tocht dat de Heare spesjaal syn bêst die om nei him te harkjen mei al syn problemen.’

‘Alfred, Alfred, tink no ris even hoesto sels skodholle hast oer al dy nuvere en healwize ideeën fan jim heit. Ik leau dat Free mear hat fan jim kant fan de famylje.’ Alfred swijde.

Nei in skoftke sei Ada sa sacht, dat Free him o sa ynspanne moast om it te hearren: ‘Alfred, sa’t ik al sein haw, do hast in poerbêste man west. En ik bin bang dat ik net myn plicht dien ha bij dij as dyn frou.’ It wie even stil. Doe fette Alfred wat se sein hie.

‘Do bedoelst, it mei?’

‘Ast it graach wolst, ja, Alfred.’

Der klonk gerissel fan lekkens, ferskeidene kearen in frjemd healsmoard stinnen, en dêrnei it ritmys piipjen fan bêdfearren. Free gong oerein, strûpte overal en oerhimd oan en klom troch it rût en bij de reinwetterspiip del nei de keldersdoar dêrûnder. Swalker hearde him en kaam ûnder de stoepe wei ûnhearber oantrijkjen. Hij slikke Free op syn fingerseinen. Ien kear.

Free streakte mei de hân oer de achterkant fan syn kop. Hij fernaam, lykas al sa faak dêrfoar, dat Swalker in nuver puntich bultsje op de achterkant fan syn skedel hie. Hij moast dêrtroch oan it nuvere bultsje tinke op syn eigen holle. Syn broers hienen skedels dy’t sa sljocht as in biljertbal wienen. Mar hij net. Hij hie dat wierskynlik omdat er mear dier wie as syn broers.

Free barde de twaentritich dollar yn bij de First National. Hij blêde troch de postoarder katalogus foar in ding dat er keapje koe, allinne

al om de nocht dat foar himsels te hawwen. Lang om let keas er de wurken fan Shakespeare, kompleet yn ien deel, foar ien dollar en fiifentweintich sint. Sears Roebuck garandearde besorging binnen achtenfjirtich oeren.

De folgjende tongersdeitejûn kontrolearde Free ûnderweis nei de jongereinklup de brievebus. De âld trein fan Bonnie nei Omaha wie in oere dêrfoar lânskommen út it noarden wei. Hij koe hearre hoe't de postmaster achter de brûnzen brievebussen de post oan it sortearen wie. Free kuerde yn har eigen bus. Aha. Hij seach dêr in grutte oranje kaart yn. "Pakje foar jo bij de baly". Hij kloppe op 'e doar.

'Ja. Wat is der?'

'Free. Is hjir in pakje foar mij? Der leit in briefke yn ús bus.' It roek dêr nei skjin nij papier.

'Even geduld.' Der klonk wat gerissel en de doar kreaake iepen. In hierrige hân rikte him in pakje ta. 'Is dit watst sochtst?'

Free socht om de namme fan de ôfstjoerder en seach dêrnei syn eigen namme op it pakje. 'Ja, dat is him.'

Hij stiek it ûnder de earm en rûn it lêste stik nei de tsjerke, de haadstrjitte lâns nei it westen, dan oer de lange brede flaneerbaan. De klok sloech krekt doe't er de tsjerke ynstapte. De lêste tiid waarden in stik as seis kandidaten fan de klup troch dominy Tiller ûnderwiisd foar it lidmaatskip. Se kamen gear yn de konsistoarjekeamer. Boppe de lange brune tafel brânde mar ien grutte glêzen gloeilampe, dêr't it wytgleone triedsje fan sichtber wie. Alle jonge gesichten wienen helderread fan it maisplôkjen yn de wyn en alle klean wienen donker, nije blauwe spikerstoffen overals en spikerstoffen jassen. Yn de lange keamer hong in sterke lucht fan oalje-achtich skjinmakkersmiddel.

Nei in skoftke seach dominy Tiller, dy't oan it haad fan de tafel siet, Free syn pakje.

'Dat liket op in boek, Free.'

'Ja, de wurken fan Shakespeare.'

Dominy Tiller skuorde syn blauwe eagen wiid iepen en syn brune wynbrauwen klommen bij syn foarholle op. 'Shakespeare?'

'Ja.'

'Shakespeare sil toch net dyn oandacht bij Jezus Kristus, ús Ferlosser, weihelje?'

'Nee, hij kin dat allinne mar ferbetterje. Ik tink graach dat God ek genietet fan goede literatuer.'

'En hoe sit dat mei dyn oare lêsstof?'

'Is meastal ek wol ynoarder.'

'Libje der ek fragen bij dij dyst graach stelle wolst as resultaat fan dyn lêzen?'

Free helle de skouders op om nei te tinken. Hij keas syn wurden hoeden. Hij woe presys wêze, mar net foar syn maten mei syn kennis pronkje.

‘No, ik ha wat muoite mei it idee fan de ivichheid.’

‘Dat is in ding dêr’t wij earne stjerliken ús net drok oer meitsje hoege. Dat is God Syn saak.’

‘Ik ha muoite mei it idee dat de hel hjirûnder is en de himel hjirboppe. As jo mei “hjirûnder” it middelpunt fan de ierde bedoele. As alle minsken oeral op ierde nei ûnderen wize soenen, dan soenen se allegear nei itselde punt wize. En de himel moat dan oeral wêze yn alle foarstelbere rjochtingen boppe it oerflak fan de ierde. Wat betsjut dat de himel gewoan net op ien plak is. Dy is dêr dan oeral yn einloaze ivichheid, yn alle rjochtingen.’

‘Nochris, dat is in probleem dat we better oan God oerlitte kinne. Wêrst dij op konsintreare moatst – wurdsto rêden.’

‘Ja, mar as sokke gedachten toch hieltyd bij mij opkomme? En as sokke gedachten mij edel en goed talykje? Wat betsjut dat sij allinne mar fan God komme kinne. Dat, dêrom tink ik dat God wol dat ik dêroer neitink.’

Dominy Tiller wie ûnder de yndruk. ‘Fertel mij ris: wolst noch altyd studeare?’

‘Oer in pear jier, ja.’

‘Goed. Want mei dyn fernimstige geast wurdsto in heel goede kandidaat foar it dominysamt.’ Tiller glimke breedút mei syn wite toskten. ‘Ja, wat silsto op in dei libbene en djipsinnige preken hâlde.’

Dat twapetear noaske Free syn maten net bot. Se seagen him grimmitich oan. Free negearde har. ‘Dominy, fertel mij ris. Stel, wij koenen it iens wurde oer wat de lêste en fierste stjer is dêr – wat soe der dêrnei wêze?’

Dominy Tiller glimke. ‘Dat wit God.’

‘En as men dat ienris útfûn hat, wat soe der dêrnei wêze?’

Dominy Tiller moast, mei in wat read gesicht, laitsje. ‘Free, ik kin dij net mear folgje. As ik oer sokke dingen neitinke moast, soe myn brein begjinne te kreakjen.’

Free mocht de dominy syn hâlding net lije. As hij echt yn God leaude, soe er net bang wêze om alles te ûndersykjen. ‘Mar stel, dat der gjin God west hie. Dan hie der gjin wrâld west. En as der gjin wrâld west hie, dan hie ik der ek net west.’

‘Dy fragen prebearje ik noait myn holle mei lestich te fallen. Dy lit ik oan God oer. Ik fertrou op Him.’

‘Wat wie der foar God?’

‘Free, werklik, dat binne fragen foar in Plato, net foar dij.’

‘Wannear is it allegear begûn? En wêrom is it krekt op dat stuit begûn? Ik bedoel ... wat wie It Echte Ding achter It Earste Ding?’

‘Free, stelst it bestean fan God yn ’e kiif?’

‘Ik freegje jo, Syn fertsjintwurdiger.’

Dominy Tiller glimke wer. ‘No, alles wat dizze fertsjintwurdiger seit is ... syn Baas hat him net ferklaapt hoe’t Er alles begûn is. De Grutte Baas dêrboppe hat dat foar Himsels geheim holden.’

Free rattele troch. ‘Stel, myn mem hie op in nacht sechtjin jier lyn besletten om myn heit syn sin net te dwaan, no, dan hie ik hjir net sitten.’

Iderien moast laitsje. Mar wat ûngemaklik, lûd. Twadde neef Johnny Engleking koe it net litte wat te narjen. ‘Free mei syn grutte ideeën. Foardat jo it witte, bewiist er sels dat er hjir net sit. As feit.’

Albert Engleking foel him dêryn bij. ‘Of hij bewiist gewoan dat er in grutte swetsersbaas is. Wat we al lang wisten.’

Dominy Tiller plante beide earmtakken op de brune tafel en lei de hannen om de wangen hinne. Eventsjes like er op in hynder mei eachkleppen op. ‘Al dy spekulaaşjes binne o sa nijsgjirrich, Free. Mar lit ús wer ta de haadsaak komme. Leauto yn God?’

Free wifke; sei doe stadich: ‘Ja.’

‘Goed. Ik tink dan datsto en de oare fiif hjirre klear binne om bij de folgjende konsistoarjegearkomste hifke te wurden foar it lidmaatskip yn de gemeente fan God.’

Free tocht: ‘No ja, wêrom net. Dat kin gjin kwea.’ De oare fiif jonges mochten dan om alle goede redenen lidmaat wurde, hysels die dat yn haadsaak om syn mem te behaagjen. Op in bepaalde manier fertroude hij derop dat syn mem op dat stik gelyk hie, krekt sa’t de dominy op God fertroude. Boppedat, wêr koe er oars hinne? En ek, hij hie aaklike dingen dien. It waard tiid om it libben mei in skjinne laai te begjinnen.

Syn mem wie noch net op bêd. Syn heit en de jonges leinen al wol op bêd. Ada wie mei in tsiisdoek de wenkeamer oan it ôfstofjen. Se hie in wite holdoek om en like op in koaninginne mei har kroan op. Se brûkte graach tsiisdoek foar it ôfstofjen, omdat dat it stof goed opnaam.

‘Mem, mem soe net sa let noch oan it wurk wêze moatte. Wat soenen in pear túchjes hjir en dêr no? Dy sjocht toch gjinien?’

Ada kaam oerein. ‘Ik bin krekt klear,’ flústere se. Se wiisde mei de hân dat er foar har út nei de keuken gean moast, om Alfred of lytse Sherman net wekker te meitsjen.

‘Mem, echt,’ flústere Free.

Ada die de doar achter har ticht. It heldere ljocht yn de keuken foel op har foar it gesicht hingjend hier. It wurk hie har wangen read kleure

en foar ien kear seach se derút as wie se sa sûn as wat. Se hie ien fan har bettere dagen. It pakje ûnder syn earm foel har op.

‘Wat hast dêr?’

Free striek del yn Alfred syn stoel. Hij helle syn knipmes foar it ljocht en snijde it pakje iepen. Der kaam in tsjok read boek út. De titel, The Works of Shakespeare, stie yn gouden fersonken letters op de rêch en it omslach printe. De reade bân wie slop, it soarte dêr’t er fan hold. Hoeden tearde er it boek iepen. De stikken wienen yn dûbele kolommen opmakke. It papier wie tin, seach der djoer út en de letter wie donker en heel goed lêsbear. Hij stiek de noas yn it heal iepen boek. Der hong de rook yn fan âlde tiden en ek dy fan farske inkt en farske lym. Doe sette er it boek foarsichtich op ’e rêch en begûn it te iepenjen sa’t syn learaar Ralph it him leard hie, troch sa’n tweintich siden per kear oan elke kant del te drukken, oant er dat mei it hele boek dien hie.

Ada glimke nei him. ‘De soarch dyst foar dat boek hast, seit mij datst op in dei likefolle soarch foar dyn siele hawwe silst.’

Free sei neat. Hij hold fan dat boek en hij hold fan har.

‘Wêr giet it oer?’

Hij treau it nei har ta oer it glêde wite tafelswilk.

‘William Shakespeare. Goed.’ Har eagen waarden dromerich. ‘Dominy Carpenter, de dominy dy’t ús troud hat, en dêr’t ik oait foar wurke haw, hie in samling fan syn wurken. Dêr wie er heel wiis mei. Ik hie altyd fan plan west om dat te lêzen, mar krige nooit de kâns.’ Se hold it boek leafdefol fêst. ‘Wat prachtich. Liket hast wol in Bibel.’ Se skode it oer de tafel hinne wer nei him ta. ‘Dat past moai bij dyn swartlearen Bibel.’

Dat wie sa. It wie ûngefear like grut. Hij besleat om foar himsels in pear boekesteunen te fykjen foar dy twa boeken. Dat soe it begjin wêze fan syn eigen bibleteek.

‘Wie it in goede gearkomste fan ’e jûn?’

‘Dat fertel ik mem letter wol.’

‘Tiid datst op bêd giest, dan.’

‘Ja.’ Hij koe har net lyk oansjen fanwege dy toskeloaze mûle.

‘Sliep lekker, mem.’

‘Do ek, Free.’

It wie de folgjende sneins, let op ’e middei. De lytskes wienen bûten op it hiem in sniepoppe oan it meitsjen en Alfred hie it yn ’e skuorre drok mei de hynders, en Free stie op it punt de melkamers te heljen fan it droechrak bij de hikke, doe’t er ynienen yn it hûs achter him muzyk hearde. Hij harke, mei de hannen noch krekt net de amers reitsjend. Dat wie syn mem dy’t yn de moaie keamer oargelspile. De snein wie syn

mem har dei fan rêst, foarsafier't dat gong, en se besocht altyd om it hûs in pear oeren foar harsels te hawwen. Earst rûn se altyd troch it hûs hinne en wer, as sweeft se yn in droom, en seach dan nei al it wurk dat se dy wike dien krige hie, dingen streakjend dêr't se fan hold, de pendule, de dúdlike nerven fan de iken tafel, de lêste foto fan har heit, de o sa kreas-wite streekrjocht delhingjende oergerdinen. Dan gong se nei de moaie keamer, en loek de doar achter har ticht. Se stie dan even nei har bêste meubels te sjen, dy't opglommen yn it timpere brune ljocht, en rûn dan nei elk apart rût ta, dêr't se de gielbrune sinnegerdinen fan omheechloek, sadat it rôze skimerljocht nei binnen falle koe.

Wat se it aldermeast leafhie, wie it âld oargel. It besnijde ikehout gloeide noch altyd as libbe it. Allinne de readplusen pedalen toanden slitaazje en wienen feal wurden. Even dêr steand mei in hân op har goudbrún hier, elk foarbijgeand momint yn harsels opsûgend, om dêr oan de lêste drip ta fan te genietsjen, fljide se harsels einliks op de oargelkruk del, en begûn se – gjin frou of mem mear, mar in fan it parfum fan de prairieroas foarme geast – stadich te spyljen.

Free harke hoe't se troch "De Rots der Ieuwen", "It Yngarjen fan de Skeaven", en "Der wienen Njoggenennjoggentich Skiep" hinne mimere. Dêrnei spile se "Moai Ohio". Doe't se bij it refrein kaam, begûn se te sjongen: 'Driuwend op it wetter yn it moanneljocht.'

Foar dy iene kear like se net koartamich. Har sopraanstim gong omheech, ryk en fol, mei gemak de iene hege noat nei de oare heljend, en dy folhâldend. Se gong selsfersekere fan fraze nei fraze, en Free fernaam hoe suver har stim wie, suverder as it oargel sels. Har stim klonk altyd boppe de oanwâljende floed fan lege noaten út en se glied fan de iene noat nei de oare mei de flot floeiende beweging fan tûke nei tûke fan in reade kardinaalfûgel. Triennen berûnen Free syn eachhoeken.

'Al dromend sjoch ik wer wat ienris wie.'

Free wachte oant it lûd fan it oargel weistoar, en doe draaide er him beret om en gong yn 'e hûs. Hij skopte syn oerskuon en skuon út, en teante op sokken de wenkeamer troch. It trienneflueske op syn eagen joech in ûnnatuerlike glâns oan de rôze skimer yn de keamer. Hij die de doar fan de moaie keamer iepen en kipe nei binnen. Syn mem fernaam him daalk. Se draaide har om op har kruk. Se like te baaien yn in heldere gloede.

'Ja?'

'Ik woe dêr lêstenjûns niks oer sizze. Mar no sis ik it wol tsjin mem. Ik ha besletten om bij de tsjerke te gean as lidmaat.'

Har gesicht glânzge noch mear. 'Dêr bin ik bliid om, jonge.'

'It is snein en ik tocht dat mem dat graach witte woe.'

‘Ja. Ik woe dat hjoed witte. No is myn hart gerêst.’

Twa sneinen letter kaam it grutte momint. De tsjerke wie hast fol. Dominy Tiller hie it grutste part fan it ‘Liturgise Formulier fan de Belidenis fan it Leauwe’ foarlêzen, swijde even en seach om him hinne. Hij glimke nei de seis jonge manlju dy’t foar him op de foarste bank sieten.

‘Wolle dyjingen dy’t ree binne om har leauwe te beliden, no stean gean?’

Alle seis gongen se oerein. Free stie oan ’e ein oan de linkerkant. Hij stie dêr mei Floris Haber, Frank Haber, Johnny Engleking, Maynard Tollhouse en Jake Young. De lette hjerstsinne skynde troch it rûne sydrút heech dêrboppe lyk op har del as wie it in skynwerper. It wie suver as hie dominy it sa útsocht dat se krekt op dat momint op krekt dat plak stean soenen.

Free beäntwurde de ferskillende fragen automatys. Nettsjinsteande wat der yn de moaie keamer foarfallen wie, in pear sneinen lyn, fielde hij noch altyd dat er in spiler yn in toanielstik wie, net in jongkeardel yn it echte libben. Hij koe syn leauwen mei in skjîn geweten belide, as it om de ferkearde dingen gie dy’t er dien hie, mar hij koe noch altyd net echt en definityf sizze dat er yn Jezus Kristus as syn Ferlosser leaude. Mar hij wie der aardich wis fan dat it leauwen yn Jezus Kristus letter wol fansels komme soe. Hij heinde in glimp op fan Floris Haber nêst him. Hij koe sjen dat foar Floris it tsjinoerstelde wier wie. Dy fielde gjin wroeging oer wat er al dy famkes oandien hie.

Floris tocht der wierskynlik noait oer nei dat syn maten graach oer him opskeppe mochten dat er in wyske spylje koe mei syn sketen, in heel lietsje, “Myn lân, ik hâld fan di”, troch op ’e rêch mei de knibbels yn in sekere hâlding te lizzen, sadat syn endelterm de noadige lucht ynsûge koe. Tagelyk leaude Floris sûnder mis dat God syn iennige Soan Jezus Kristus opoffere hie, sadat hij, Floris Haber, foar alle ivichheid rêden wurde koe. Krekt op tiid joech er tagelyk mei de oaren it alderlêste antwurd.

‘Ja.’

Dominy Tiller glimke nei har.

‘Ik beneam jim no ta folweardige lidmaten fan dizze gemeente yn de Heare.’

Free draaide de holle wat om, om achter him te sjen nei dêr’t syn heit en mem sieten mei de bern. Alfred glimke syn wenstich foarútstutsen-kin-glimke. De bern liken ûnder de yndruk, wylst it antlit fan syn mem fan binnenút ferljochte waard, as hie ien krekt in pear gaskouskes yn har holle oanstutsen. De sachte neitinkende glim op har lippen hie er noch noait sa sjoen.

Op in sneintejûn sei Roy Wickett, de pleatslike garaazjehâlder, yn it kafee op 'e hoeke tafallich dat er in aardich goed motorke op 'e kop tikke hie yn in âld Ford fan 1918. Hij hie dat ding krekt ynruile. Free siet dêr in moutmolke te drinken. In goede motor? Dat soe krekt wat wêze. Hij hie al faak winske dat se in ekstra rattelbak op it hiem hienen om spul mei út 'e stêd te heljen, foaral as syn heit en mem in pear dagen fuort wienen. Nei wat gekheid hinne en wer kocht er de âld Ford foar achttjin dollar. As it in model fan 1919 west hie, sa sei er, dan hie er der njoggentjin foar betelle.

Doe't er dêr it hiem mei opried, siigde syn heit hast oer de grûn fan sabeare ôfgriis. Free trape op 'e rem en stoppe foar de hiemshikke. It like derop dat Alfred net sangerje soe dat er dy auto kocht hie.

'Wa hat dij dat oansmaard?'

Free moast laitsje. 'Roy hat him fan wat Tinker Toys makke.'

'Dat grif.'

'Stap yn en ryd der ris mei, heit.'

'Noait in kear. Dan noch leaver op Tip.'

De jonges kamen fan alle úthoeken fan it hiem oanstowen. Se stoarren fol ûntsach nei de skodzjende masine. De kape wie nei ûnderen en se koenen der oan alle kanten ynsjen.

'Kom op, prebearje him mar ris.' Free skode foar syn heit oan 'e kant. Dy liet ien skouder sakje.

'Ik wit dat ik net goed wiis bin, mar goed dan, it sil heve.'

Alfred klom oan board. De bern staptten achterút, al ien en al wille oer wat er mei dat âld lyk dwaan kinne soe. Everett stie wat apart, in hân op syn achterst, en net rjocht nei Alfred sjend.

'Goed dan, achterút jim allegear.' Alfred liet de hânrem los, en sette him yn de earste. Mei kreunende koppeling begûn de âld Ford te hobbelen. Doe't Alfred bij it arkhok wie, draaide er oan it stjoer en swaaide om, en ried wer nei de hikke. Omdat alles gongen wie dat it slydjage, besleat er noch in kear it hiem om te riden. Mar de twadde kear kaam er wat te ticht bij it hok en moast er it stjoer fûl nei links rame. Ynienen blokkearden de foartsjillen en kaam it stjoer fêst te sitten, en doe skeat de âld auto fansiden.

'Hee,' raasde Alfred. 'Ho do kring! Godskes!'

Foardat er betinke koe hoe't er him stoppe koe, skeat er rjocht bij in ûnbidige bulte farske reade maiskolven op. Hast boppe-op smoarde de âld Ford en stie stil. Iderien stie mei iepen mûle te sjen, mei ynbegryp fan Ada foar it keukensrút. Alfred spatte út de âld Ford wei en sprong en glydske bij de maisbulte del.

‘Pah! Fordsjes! Do kinst fan mij tsjin dy menear Henry Ford sizze dat syn Model T gjin stoer wurdich is.’

Free hong laitsjend út de foarste stoel. ‘Roy hie mij al warskôge dat er dat dwaan koe as je de bocht te krap namen.’

‘No, do kinst dy maat fan dij, dy Roy, sizze dat ik him ek nochris te krap nimme sil.’ Hij stampte nei de skuorre.

De jongere bern laken. Doe’t se nei it keukensrút seagen om te sjen hoe’t har mem dat opnommen hie, en fernamen dat se dêr breedút te glimkjen stie, moasten se noch lûder laitsje. It foel Free op dat Everett dêr noch altyd mei de hân op syn achterst stie, behalve dat syn holle omdraaid wie nei de maisbulte.

‘Everett, do wolst toch net sizze datst noch altyd it húske net fine kinst?’

‘O,’ sei Everett plechtich, ‘ja, ik moast noadich, mar ik woe dit absolút net misse.’ Hij kaam ynienen yn beweging en mei ien hân noch altyd stiif tsjin syn achterwurk sette er op it húske ta.

Free stapte út en glydske bij de kolgebulte del. Hij en Albert hellen Nell op en mei in tou en in sile loeken se de âld Ford, dy’t neat fan de wylde rit te lijen hân hie, fan de kolgebulte ôf.

De dagen dêrnei stieken Free en Albert de koppen bijelkoar en besleaten om in truck fan de âlde ‘tin lizzie’ te meitsjen. Dat soe in handich ding wêze om hout yn op te heljen. Mei in izersage sloopten se de achterbank derút en leinen der yn pleats dêrfan in bûkberje yn fan planken dy’t noch oer wienen fan doe’t Alfred en Tollhouse yn de maisdroegersskuorre in nôtsolder boud hienen. Dy bûkberje meat sân bij sân foet.

Dat die al daalk fertuten. Alfred sette Free oan it wurk om de healdeade wylgen lâns de reed om te kappen foar branhout, en elke neimiddei nei skoaltiid dienen Free en Albert gau har wurk om dan it hout op te heljen nei it hiem nêst de kolgebult. Yn in healoerke hellen se op wat Free in hele dei koste hie om te kappen.

Ada hie in brief fan beppe krigen, dêr’t dy yn frege oft Free net in wike mei Sherm komme koe om wat branhout foar har te kappen. Garland hie it te drok as kosten om hout te kappen en se wienen der hast trochhinne. Sherm besleat dat se der wol yn Free syn rattelkast hinne ride soenen. Se setten útein op in mistige moarn en om de pear myl moasten se even stopje om it iis fan it foarrút te skraabjen. It wie te roetskâld om om de hoeke fan it foarrút te hingjen en sa nei foaren te sjen.

Yn Hello naam Sherm it stjoer oer. Hij mocht graach wat healwiizje en makke in grap fan it riden mei it âld krykkrak. Hij en omke John dienen alles mei in sekere swier. Earst ried er in eintsje mei ien finger;

dan trape er op it pedaal op de wize fan “Swing Low Sweet Chariot”; en dan wer ried er mei ien foet oer de doar hinne. De iene finger dêr’t er meastal mei ried wie de iennige oan syn linkerhân. Dy hân wie helendal yn omke John syn maisplôker fynmeald. Sherm wie opgroeid ta in kreaze blonde keardel, mear as seis foet lang, mei heldere blauwe eagen, dêr’t altyd wat spotskens yn stie, en gouden hier dat netsjes teplak lei. Hij hie ferkearing mei Allie Pipp en tocht deroer om mei har te trouwen.

‘Hee, Free, ik moat dij wat freegje.’

‘Kom mar op.’

‘Hasto oait mei dijsels boarte?’ Free sloech ticht.

‘Is dy fraach te gevoelich? No, hjir is noch ien. Hoefolle kâns is der neffens dij dat Allie wat ûnder de skelk krijt as ik it mar ien kear doch? Witste, mar ien kear?’ Sherm syn eagen rêsten even fluch op Free. ‘Nei wat der mei har suster Laura gebeur is, is Allie dêr stjerrend benaud foar.’

Free syn skonken ferstiven geandewei. It razen fan de âld Fordmotor trille omheech yn syn heupen. Hij fiede him der net noflik bij om te hearren dat Sherm it mei Allie dwaan woe.

Sherm seach Free wer even mei in skerp prymjende blik oan bij it riden. ‘Dat do bewearst datst de hânpalmmetoade net brûkst, h’n?’

Free krige in fjoerreade kleur.

‘Do kinst mar better gau mei famkes útgean, of oars bist foardatst it witst mei dyn rjochterhân trouw.’

It foarrút kaam wer swier ûnder it iis te sitten. Sherm rikte mei de hân om it rút hinne en skrabe der in gatsje yn mei syn tommeneil. Hij ried almeast op gevoel oan syn kant fan de dyk. It wie him krekt slagge om in gatsje ûngefear sa grut as in sulveren dollar te meitsjen, doe’t er wat seach wêrtroch’t er hommels it stjoer fûl nei rjochts skuorde. It grint wie ek izich, en de foartsjillen hienen net daalk greep. Mar doe’t se dat wol hienen, glieden se út en de âld krykkrak skeat fansiden de berm yn.

‘Heel!’ raasde Free. ‘Pas op.’

Sherm rôp: ‘Bliuw op ’e dyk, kring.’

De âld kast skeat oan de oare kant fan de berm tsjin in sniebank oan dy’t de foartsjillen wer rjochtút sette, en gisele wer de goede kant út, en in tel letter krige Sherm him wer op ’e goede kant fan de dyk. Krekt op dat stuit snjitte de auto, dy’t Sherm oankommen sjoen hie, har al toeterjend foarbij. Sherm stoppe.

‘Godskes!’ flûstere Free. Dat wie in wurd fan syn heit, mar it wie it iennige dat him yn ’t sin skeat. Sherm waard lykbleek. ‘Dy healwize idioat.’ Hij seach achterom; en waard doe ynienen lil. ‘Godfer! Hij

ried oan ús kant fan de dyk. Lyk op ús ôf. Sa't myn broer John faak docht.'

Free sei neat. Sherm hie it foarrút net sa ûnder it iis komme litte moatten. Mei in blik nei Free en in senuwachtige laits sprong Sherm nei bûten en begûn it rût skjin te skraabjen. Se kamen sûnder fierdere ûngelokken bij de doar fan beppe oan. Beppe wie bliid har te sjen. Har libben mei pake Stanhorse wie goed. Se hie net mear dy âlde tearen op har foarholle.

'No no, hjir ha wij dy houtkappers dy't ús rêde sille.'

Se plante har daalk yn de keuken, dêr't se har koppen gleone kofje yngeat en fuorre mei swart brea mei bûter en sûker derop. Nei in pear minuten gloeiden har gesichten as de wangen fan Sinteklaas.

Al gau kaam pake Stanhorse thús. Troud wêzen hie him ek goed dien. Hij seach der folle jonger út en syn noas foel net mear sa op lykas foarhinne. Der stie wat fleurichs yn syn eagen as hie er koartlyn wat prachtichs oer himsels leard en as wie er op 't skik dat er dat ûntdutsen hie.

'No, no, hjir binne de houtkappers dy't ús rêde sille.' Hij stie earst op ien foet, doe op in oare, en tyspele oan syn gouden horloazjeketting. Sherm loek de wynbrauwen op nei Free.

'Wêr ha we dat earder heard?'

Free die dat doe ek. 'Ja. It hat der wol wat fan as siet der ien yn noed oer har winterfoarrie branhout.'

It wie fiif oere, te let om dy deis noch te begjinnen mei saagjen, mar pake Stanhorse liet har sjen wat der fan har ferwachte waard, wêr't it ark lei, wêr't de beammen stienen dy't er omkapt ha woe, en wêr't er it kapte hout opslein ha woe. De beammen stienen hjir en dêr yn 'e buert.

Se gongen it earst in eskenbeam bij de wettertoer te liif. Oant se deroan wend wienen, wie it it bêste om earst de makliksten te dwaan. It wie in âlde beam, in knaap fan sa'n fjouwer foet dik. Doe't se bij de midden kamen foar de ynkeping, hienen se net folle romte mear oer om de treksage hinne en wer te lûken. Mar se setten troch en al gau krigen se wer mear earmslach. Doe't de falsneed noch minder as in tombreed fan de falkerf ôf wie, klonk der lûd gekreak en de âlde healdeade esk begûn om te fallen.

'Fuort wêze!' âle Sherm, dy't mei oerjefte de rol fan houtkapper spile, mei de lippen as in byljende hûn omheech. Free skuorde mei Sherm de sage derút en draafde sa'n tweintich stappen fuort. De mânske âlde beam stoarte del mei geraas fan brekkende tûken. In pear fan de middelgrutte tûken stuiteren even op 'e grûn om as in stel stive slangen. Doe wie alles stil.

Sherm ynspektearde de ferwoesting. 'As se sa âld en droech binne,

is der al in heel soad wurk foar dij dien as se fûl genôch op 'e grûn ploffe.'

Tsjin de middei hienen se de beamstamme fan alle tûken en tûkjes ûntdien en dy yn kachellange stikken kapt en spjalten. Se brûkten Free syn truck om in lading thús te bringen, doe't se te iten gongen. Omdat Sherm altyd op alle soarten kerweikes losgong as wie it in fjildtocht yn in grutte oarloch, bliek it houtkappen in hele aardichheid te wêzen. Neffens Sherm brieken se it iene rekord nei it oare. Tsjin fiven, doe't it ûnder in griis swurk tsjuster begûn te wurden, hienen se ek it kappen en it spjalten fan de stamme fan de beam dien makke. Eskehout spjalte maklik. Ien tik en it blok sprong iepen as in wettermeloen. Se hellen tsjin seizen de lêste lading yn Free syn truck op.

Pake Stanhorse wie sa tefreden as in pake mar wêze koe. Hij rôle mei syn donkerbrune eagen nei al dat hout dat hommels op syn hiem opsteapele waard. Hij seach hieltyd wer op syn grut gouden Walthamhorloazje, as koe er mar net leauwe dat der op ien dei safolle sa fluch gebeure koe.

'Frou,' sei er, doe't hij mei de jonges de keuken ynkaam, 'do bist toch net de beleanning fergetten dy't wij foar har yn 't sin hienen?'

'Wat? Krekt as soe ik net o sa wiis mei dy houthakkers wêze?' Beppe besocht om midden troch in grutte lokkige swittende laits hinne te fronseljen. De iene elektrise gloeilampe boppe de keukenstafel joech in sacht goudkleurich ljocht.

Sherm stie de hannen ûnder de pomp te waskjen. 'Watfoar beleanning is dat?'

Pake Stanhorse skommele hinne en wer op syn hakken. Doe wiisde er nei de stoepe.

'Wat ha jo dêr dan?' frege Sherm, de hannen en it gesicht ôfdroegjend. 'Hnh?'

Pake Stanhorse pakte in bûslampe en gong har foar. Hij skynde mei it ljocht op in tûntsje yn de fierste hoeke. Dêr stie in opskrift op: 'North Sea Herring.'

'Hjerring út it âlde lân,' sei er. 'De bêste. Spesjaal foar jim besteld. Op iis setten en helendal nei Amearika ferstjoerd.' Sherm hufte in earmtakke yn Free syn ribben.

'No silst ris sjen wat iten is. Ik wit noch hoe lekker as dy wienen.' Free wosk him dêrnei.

Al gau sieten se oan tafel. Nei it gebed tsjinne beppe har de earste poarsje bakte hjerring op, mei brune bakte jirpels, kôke beantsjes, en ynmakke reade byt. Sherm liet Free sjen hoe't men hjerring it maklikst yt.

'Sko foarsichtich de boppeste helte der mei de foarke ôf, sa, fansiden,

en oer de hele rêchbonke hinne; dan tilst foarsichtich de hele graat derút, en sjochdêr, bist klear om te iten. Watst dan oerhâldst is in pear lapkes fan it hearlikste wite fleis dat der op 'e hele wrâld te finen is.'

Beppe kaam de hele tiid mei nije fisk oansetten, oant se elk seis ophienen. Se heve hieltyd wer de hannen yn 'e loft, as oanskôge se in wûnder. 'Heden Hidske! Jim twa ite genôch foar in heel leger.'

Sherm glimke nei Free. 'No, ik leau dat der in legerke noadich west hie om ús hjoed bij te hâlden.'

Free wie sa bekôf en sa propfol, hij koe mar amper glimkje. Doe't beppe de sânde fisk op syn board lei, hong se oer him hinne mei har swiere skommeljende boarsten.

'Wat bist in grutte keardel wurden. Ik sis noch altyd dat we in stien op dyn holle lizze moatten hienen, om dij net sa omheechsjitte te litten.'

'Mar dan wie er de sydkant útsketten,' sei Sherm. 'Wylst er al breed genôch is.'

Pake Stanhorse knikte. 'Ja, it is wis en degelik in fikse knaap wurden.'

Omdat se dêr tegearre wienen, tocht beppe ynienen ergens oan. 'Ien ding moat ik net ferjitte. Ik wol dat jim twa muoike Gertie even in besite bringe foardat jim fuortgeane.' Dêr hie Sherm gjin nocht oan.

'No, ferjit dat mar, dat ferpof ik.'

'Foei, Sherman. Skamje dij wat. Sij is dyn âldmuoike oan jim heit syn kant. Do soest respekt ha moatte foar sa'n earbiedweardich famyljelid.'

'Foar muoike Pinemûle? Noait in kear.' Sherm ferloek syn smelle lippen ta in gnyskjen fol tsjinsin. Hij draaide him nei Free om. 'Hast wolris bij har west?'

'Ien kear. Jierren lyn. Do en ik krigen dêr wat molke. Se wennet oan de westkant fan de stêd. Mei allinnich mar in ko.'

'Dat is se.' Sherm trille derfan, sa'n hekel hie er oan har.

'Alle kearen as ik dêrhinne gean om molke te heljen, sangert se wer ergens oars oer. Earst is it in ferskriklike pinemûle en dan skuort se de mûle wiid iepen – sa.' En Sherm skuorde mei in finger ien hoeke fan syn mûle nei achteren om syn achterste kiezzes sjen te litten. 'Om mij in grut gat yn har ferstânskies sjen te litten. Helendal hjir oan ta. In brún stjonkend gat. De oare kear fertelt se mij dan oer pinemûle yn har búk. En de tredde kear fertelt se mij oer pinemûle yn har achterst.'

'Foei!' sei beppe. 'Gjinien hat pinemûle yn syn achterst.'

'No, sij wol. As sij nei har dea nei de himel giet, dan freegje ik mij in bytsje ôf wat God dêrfan fine sil.'

'Sherman!' rôp beppe. 'Gjin godslastering.'

Pake Stanhorse begriep dat wol. 'No, Sherman, se hat in dreech libben hân. Miskien is kleien har iennige treast yn it libben.'

‘Jo hoege mar ien fraach te stellen,’ sei Sherm. ‘Wêr binne har bern? Ja ja ... jim muoike Pinemûle hat se mei har erflik en ivich geklei út har libben fuortjage.’ Hij seach syn mem even skerp oan. ‘En ik ha ek de pest oan kleiers, makket niks út wa’t dat is.’

Sherm syn blik kaam syn mem lang net noflik oan. Se wist wêr’t er op doelde. Se swolde wat op en krige stadich in kaam.

Pake Stanhorse wist wol hoe’t er dingen glêdstrike moast. ‘No frou, hast ús poerbêste jongfeinten al ferteld oer dy oare ferrassing dy’t we noch foar har yn petto hawwe?’

Beppe slokte in pear kear en lang om let kaam de blydskip dat de jonges der wienen wer bij har werom.

‘Nee, noch net.’

‘No dan,’ sei pake Stanhorse. ‘Nei iten lit ik dat dan sjen.’

‘As it iis is,’ sei Free, ‘dan ha ’k noch wol in gatsje oer.’

‘Hasto nei sân fisken noch romte oer?’ rôp beppe. Se heve de hannen. ‘Minsken noch ta, do moatst in heaberch as mage hawwe.’

Pake Stanhorse helle de Bibel foar it ljocht en sloech dy iepen bij de blauwe bledwizer. ‘Lit ús earst nei de Skrift harkje. Eh, we wienen krekt mei de Filippiërs begûn, jonges. Earste haadstik. Dus.’ Hij lies op in manier dy’t bij syn grutte noas paste. Der wienen guon yn de tsjerke dy’t seinen dat de ferkearde man koster wie. De nije foargonger, hoe geleard dy ek wie, like nêst Garland Stanhorse krekt in boerekaffer. Pake Stanhorse lies op de hege dominystoan.

Sa’n treddepart yn dat haadstik op waard Free ynienen troffen troch in heel opfallend fers. ‘Hoe langje ik nei jim allegearre yn de yngewanten fan Jezus Kristus.’ Hij hie der noch noait oan tocht dat Jezus Kristus yngewanten ha koe. Op twatredde fan it haadstik hearde er in oar opfallend fers. ‘Foar mij is libjen ommers Kristus en stjerren winst.’ Dat wie nochris in útspraak. Dy betsjutte wat en wie tagelyk djip. Yn dit libben moast men libje as Kristus; en dan, nei de dea, fanwege sok in libben, koe men ferwachtsje nei de himel te gean. Hij knikte bij himsels. As er wer thús wie, soe er oan tafel dat haadstik foar syn mem lêze en der dan mei har oer prate. Se soe dat fers moai fine.

Pake Stanhorse spriek it tankgebed út. Alderwenst rôlen syn favorite frazen út syn mûle. ‘Dizze breklige tekrommeljende skyl fan it flesk, De frjemde razernijen dy’t ús soms yn ’e besnijing nimme en ús oerleverje oan de duvel, O God, wês yn Jo majestoeuze genede genegen om ús te ferjaan, Jo djip ellindige sûndaars. Yn Kristus’ namme, Amen.’

Alle fjouwer dienen se de eagen wer iepen en seagen stadich om har hinne.

‘Sa,’ sei pake Stanhorse, wylst er fan syn earmstoel oereinkaam, en hij wonk har: ‘Kom mei, jim.’ Hij trêde de wenkeamer yn, mei de jonges en beppe achter him oan.

Achter de doar, ûnder beppe har âld skilderij fan de Alpen, stie in splinternije radio, fjouwer foet heech, mei donker mahoankehouten finear. Hij loek de klapdoarkes iepen. Der sieten twa knoppen oan. Hij draaide ien om en daalk gloeide der in grien ljochtsje oan achter in stjoerderskaal. ‘In New Brunswick,’ sei er grutsk.

‘Hee,’ sei Sherm, ‘wannear ha jo dy kocht?’

‘Ferline wike. En beppe en ik ha al programma’s helendal út Pittsburg wei heard. Sels út New York. Sa dúdlik as soest dit’ – en hij loek syn gouden horloazje út syn festjebûse – ‘stiif tsjin dyn ear hâlde foar it tikjen.’ De grutte mahoankehouten radio begûn te gûnzjen en even letter kaam in manljusstim fleurich beppe har wenkeamer yn. ‘... en ja, minsken, it snijt hjir yn Cincinnati, wat betsjut dat we toch noch in wite Krysttiid krije sille.’

‘Cincinnati! Hearden jim dat?’ Pake Stanhorse stampste oerémis mei de foet. ‘Ik tink dat dat dy man wie dy’t we justerjûn ek heard hawwe, doe’t we him útdraaiden. Tsjonge noch ta, dat ding hat wol foargoed in grut berik.’

Free hie al faak wollen dat syn heit en mem ek in radio hienen. De âld Edison-fonograaf mei syn fersliten platen wie hast oanein.

‘Na,’ sei pake Stanhorse, ‘gean sitten. Fan ’e jûn ha ’k in geweldich programma foar jim.’ Hij seach op syn horloazje. ‘Oer presys twa minuten begjint it. We geane helendal nei New York om Walter Damrosch mei syn NBC Symfonyorkest te hearren.’

Sherm loek in fiis gesicht. ‘Dat soarte muzyk?’

Pake Stanhorse hold in strange finger omheech. ‘Uhuh, net te gau. Gean sitten en harkje earst, foardatst krityk hast.’ Free gong langút oer de flier lizzen. Hij fûn in sacht plakje op ien fan beppe har lapekleedsjes rjocht ûnder de lûdsprekker. Syn ûnderearm die noflik sear. It wie in lekker gefoel om der mei it kin oerhinne te rossen. Pake Stanhorse loek syn skommelstoel oan. Stadich begûn er oan de knop te draaien.

Der klonk wat gekras, en wat fierôf knisperjen fan de stjerren, en doe, wer krekt sa dúdlik as wie de omropper dêr gewoan yn ’e keamer, hearden se in heldere sulveren Ingelse stim sizzen ‘Dit is de National Broadcasting Company yn New York. Fan ’e jûn harkje wij nei Walter Damrosch, dy’t de Tannhäuserouverture fan Richard Wagner dirigear. Mar earst jout dirigint Walter Damrosch ús wat achtergrûn oer de ouverture, en hij fertelt ús ek wêr’t we om tinke moatte as we dernei harkje. De hear Damrosch.’ It wie even stil, en doe begûn in oare stim yn in bûtenlânsk aksint te praten, manlik, earnstich. ‘Yn dit stik komt

Richard Wagner syn harmoanise styl op majestueuze manier ta syn folle gloarje. De muzikale technyk is yn it hele stik geweldig. Robert Schumann sei oer Tannhäuser dat it ien fan de hege toppen wie fan muzikale kreativiteit. Harkje goed as de harmonyen op jo ôf komme as wienen it mânske pilaren, ja, tuorren fan muzyk, allegear yn balâns meielkoar.’ It wie wer even stil. Doe kabbele stadich it lûd fan muzyk beppe har wenkeamer yn, muzyk sa’t Free it noch noait heard hie, as waarden twa stadige Nederlânse psalmen subtyl trochelkoar frissele.

De muzyk dreunde omheech troch de flier Free syn binnenst yn. Yn syn geasteseach ferljochte it griene ljochtsje op de radioskaal geweldige griene skeanten fan in rige bergen. De griene bergen wienen de hege dizige Alpen yn beppe har skilderij oan de muorre. Pake Stanhorse hold op mei skommelen. De hân mei de piip belâne súntsjesoan op syn knibbel. Syn lippen gongen faninoar. Syn dryste noas kaam omheech. Syn brune hazzenûteagen kaam in flues oer, waarden as biologeard. Beppe hold ek op mei skommelen. In grutte tsjettel stie op it punt oer te sieden. Sherm glied út syn stoel wei en gong nêst Free lizzen. Free fergeat dat er bekôf wie fan al dat saagjen en kappen, en ek propfol wie fan dy sân fisken. De muzyk riisde omheech ta in klimaks. In reusachtich grutte Simson griep geweldige pylders beet, sa’n fiif, seis, en hufte se mei lûde bûnzjende stiennen lûden tsjininoar oan. Der klonk in lêste stjit fan hoarnen en trommen.

It bleau lang stil yn beppe har wenkeamer. Doe briek pake Stanhorse út syn bedwelling wei. ‘Ahh! Manjefyk. Manjefyk! Toch, frou? Jonges?’

‘As dat gjin muzyk út ’e himel is, no dan wit ik it net,’ sei beppe. Sherm sei neat. Dy hie wol deeglik wat heard.

Free hie, foarbij Ada Shutter en Mabel James en Aletha Gladjanus, in blik opheind fan in heel kreas famke, mei wytgouden hier, ljochtblauwe eagen, en in slank atletys lichem. Se hie him as in suster taglimke, fol tagedienens, meifielend. Hij hie noait in suster hân, toch hie dat foarbijsweevjend fisioen, dat er sjoen hie, dúdlik syn suster west.

Dy wytgouden suster wie sa echt, dat er rjochtop sitten gong om har better sjen te kinnen. Wylst er dat die, klearren syn eagen op; en fuort wie se.

‘Nah!’ sei beppe en se skommele harsels mei in hân op ’e knibbel de stoel út en oerein, ‘Tiid dat ús houtkappers op bêd geane. Jim ha in drege dei hân, swier wurk, sân fisken, en God Syn muzyk.’

Pake Stanhorse draaide de radio út. ‘Dy Walter Damrosch, ach! Wat in grut man. It is toch echt in wûnder om sa fier fuort nei him harkje te kinnen.’ Hij wûn syn horloazje op; en rûn doe ferskillende klokken opwinend it hûs troch. Hij die de foardoar en ek de achterdoar op slot.

Free en Sherm gongen op bêd yn deselde keamer dêr't se ek earder sliepen hienen. It skilderij fan de oanstoarmjende trein mei syn grutte plom rijk hong noch altyd oan 'e muorre bij it fuottenein fan it bêd, en sprong noch altyd, as jo de eagen healticht dienen, hinne en wer tusken earst in trein te wêzen en dan in moaie frou mei it hier opstutsen boppe op de holle. Free lei tsjin de muorre oan, wylst Sherm oan de iepen kant lei.

Pake Stanhorse en beppe wienen bij it op bêd gean yn de sliepkeamer dêrnêst te hearren. Se praten tegearre as in stel grutte âlde freonen. Nei in skoftke liet se in heech gjalpke hearre; dêrnei rôp se lûd: 'Heit! Dat is skandlik.' Even letter klonk der wer in gjalp. 'Och, Garland, en dat op dyn leeftyd?'

Sherm gong op ien earmtakke lizzen. Hij knikte mei de holle nei Free. 'Hark dy ris. Meist ien kear riede wat dy oan it dwaan binne.'

Free koe Sherm syn útdrukking dúdlik yn it blauwe ljocht fan de koalebrander yn de oare keamer sjen. Dat wie in blik fan gleie wille. 'Se binne dêr net te âld foar, witste,' foege Sherm dêroan ta.

Beppe?

'O ja. Do soest fersteld stean. Guon ha sokke wille helendal oan de râne fan it grêf ta. En sa't dy twa opsjitte kinne, ha se miskien wol wille oare kant it grêf.'

Free wist noch dat beppe in kear sein hie dat sij, mocht pake Stanhorse foar har komme te stjerren, mei him it grêf ynspringe soe. 'Mei wille.'

Beppe liet noch ien heech gjalpke hearre en doe waard it stil yn 'e hûs.

De oare deis krigen Free en Sherm problemen mei in waaibeam op it skoalterrein oare kant de strjitte. Dy wie noch slimmer as de slimste waaibeam op de pleats fan Bart Westham. Se moasten dynamyt brûke. Earst moasten se in tal gatten boarje, dan hoeden de dynamytkerrels deryn rûgelje en oandrukke, en dan de lont oanbringe. Mar it wie in aardichheid om te sjen hoe't de blokken útinoar spatten ta kachelshout. Bij de fjirde kear wie Sherm dêr in ekspert yn. Hij pleatste de boargatten sa strategys, dat der net folle mear spjaltten hoegde te wurden.

Tsjin de middei fan de fjirde deis wienen se klear mei de waaibeam en op 't lêst mei in fine eskdoarn op beppe har hiem. Se hienen in grutte bulte hout kapt, heger sels as it reade skuorke, en alles kreas opsteapele.

Pake Stanhorse moast wat papieren tekenje yn it gerjochtsgebou en frege Sherm om mei te gean as tsjûge. It waar wie nuver waarm wurden foar sa let yn it jier, en beide wienen se opholden reinjassen en oerskuon te dragen. Free siet yn pake Stanhorse syn earmstoel te lêzen. Hij hie

op de flierring fan beppe in âld boek fûn, Bline Peter en de Smokkelers. It wie soms sa'n simpel ferhaaltsje, dat er der lûdop om laitsje moast. Beppe siet jirpels te skilen.

Nei in skoftke fernaam Free dat it wol heel tsjuster waard foar healwei de middei.

'Hach,' suchte beppe, har bril nei it puntsje fan de noas triuwend. 'Wat is it hjir near, fynst ek net, jonge?'

'Wat. O. Ja, leau ik ek.'

'Nuver waar. Krekt as krije we ien of oar ûnwaar.'

'Ja.'

Der klonk in ôfgryslke klap. De hele keuken sprong op en del en trille doe as in terskmaschine. Op itselde stuit sakke der in ûntploffing de skoarstien yn, boarre himsels de keukenskachel yn en spatte nei bûten troch de fjouwer kachelslidden hinne. Elk izeren lid fleach sa'n seis tomme omheech boppe it gat, en sweefde boppe op wat op in siedend wytgiel ljocht like. Doe klonk der wer in grouwélige knal en de fjouwer siedende ljochtballen raanden mei ien klap yninoar ta in silinder fan ljocht. De fjouwer lidden foelen, swart roet om har hinne struiend, kletterjend wer op 'e kachel. Mei wer in klap skeat de silinder fan ljocht fansiden de keuken troch en gong oan de pomp fan de reinwettersbak hingjen. Hij flikkere even en doe, klik!, doek er de pomp yn. Hij goargele de piip troch en de reinwettersbak ûnder it hûs yn, dêr't er mei in lêste klap útinoar spatte.

Beppe gappe nei de siken. Deabenaud sakke se ûnderút yn 'e stoel, en liet de panne mei jirpels fan har skoat glide. Skilen, wiete jirpels, smoarch wetter flutske en rûgele oer it giele linoaleum. Der hong in rook fan ferbrânde lucht yn 'e keuken, dy't yn 'e noas snijde. Free wie ferstive fan kjellens, en ek troch in lytse lading elektrisiteit. Hij koe mar mei muoite syn boek oan kant lizze. 'Beppe?' Doe pakte er har beet. 'Is it goed mei beppe?'

Beppe liet in djippe sucht; rôle ien kear mei de eagen; krige doe de siken wer werom.

'Aaah. Helje in hartpiltsje. Ergens wei. Ik wit net wêr.'

Free holp har oerein en roste har oer de hannen en de wangen.

'God hat mij goed heard. Troch mij sa'n fjoerbal te stjoeren.'

'No, beppe, wat it ek wie, dat skeelde net folle.'

Free lei de fjouwer kachelslidden wer te plak en rêde de troep op de flier op. Hij moast ynwindich sûntsjesoan wat laitsje, as er tocht oan de manier wêrop't beppe it opnommen hie. Alde minsken wienen wol heel frjemd sa't se reagearden.

Beppe tocht ynienen ergens oan. 'O-o, no moatte we de reinwettersbak boppe de wetterline wer opnij mei semint bestrike.

‘Hoe wit beppe dat?’

‘Jim pake Alfred moast dat in kear foar in buorman dwaan. Dêr is ek in kear de wjerljocht yn de reinwettersbak slein.’ Se skodholle. ‘Ik freegje mij ôf wat God hjirmei bedoelde. Do kinst der wis fan wêze dat Er ús ien of oar boadskip stjoerde.’

Ada * 25

Bonnie, 18 jannewaris 1929

Bêste Karen en Kon,

Jim heel wolkomme brief hat ús op myn jierdei berikt. O sa betanke foar jim goede en freonlike winsken. Dat dy allegear mar útkomme meie.

We ha dizze wike ek de grouwe brief fan Kon krigen. O sa betanke. Ik hie dy fan jim oars wol earder beäntwurde, mar bin ferline woansdeitejûn op de njoggende ynienen siik wurden. Ik wie krekt klear mei it stopjen fan in grutte bulte wask, op in pear hoazzen nei. En wie fansels noch fan doel om wat te naaien. Mar sûnt dy tiid ha ik mar in bytsje dien, al bin ik dizze wike op woansdei wer begûn.

Ik fiel mij no wol wer ridlik goed, al docht fan 'e jûn myn búk sa raar. Dat begûn doe ek al sa. Ik bin sa fol en opblaasd op bêd gongen. Ha miskien in oere wat útrêsten en doe wer fan bêd, prebearre om oer te jaan, mar dat woe net. Myn mage die mij sa sear oan de linkerkant bij de twa leechste ribben. Ha op 't lêst wat wûnderoalje ynnommen, bin wat hinne en wer kuere, en ha in mosterkompres op it seare plak lein. Op 't lêst begûn de oalje te wurkjen, mar gjin ferlichting, en tsjin de moarn gong de pine wat leger nei de sydkant. Ik bin fan bêd kommen, ha besocht om moarnsiten klear te meitsjen, mar bin al gau wer op bêd krûpt. De pine wie soms sa slim, ik koe bijtiden mar amper sykhelje. Ik ha dêr de hele tiid it kantsje tsjinoan holden. Freed hawwe we sels de dokter roppen. Omdat neat holp, hat er mij wat piltsjes jûn tsjin de pine, mar hij koe net sizze wat it wêze koe.

Tocht dat it myn nieren wienen. Hat se de oare deis ûndersocht, en in pear dagen letter wer. Mar der like niks mis mei, dat we witte net wat it west hat. It kaam mij foar as pleuritis, al hie ik net folle koarts. Ik krige pas de moandeis wer sin oan iten. Doe krige ik wer honger en wie de pine fuort. Ik hoopje no toch dat ik moarn in bettere sneon haw. Ferl. sneon ha ik noch de sliepkeamers en de ytkeamer ôfstofje kinnen, no en dan even útrêstend. It oare wurk ha Alfred en de jonges dwaan kinnen. Ik wie bliid dat se dat sa goed dien hawwe. It koe mij net safolle

skele hoe't it dien waard. Ik tink dat it de gryp west hat, al hie ik net sa'n swiere ferkâldenheid.

Ik hie yn sekere sin begrutsjen mei Alfred omdat dy fan doel west hie om takom wike tiisdei mei Garrett Tillman, broer John, en Case Van Driel (witst wol, dy't nicht Alice fan omke Claus trouw hat) nei it boelguod fan Westraw te reizgjen yn Pease. Se soenen sneintejûn fuort, om tolve oere en ferwachten yn Whitebone te stopjen foar brea-iten, dêr't Tillman nei in pear fan dy lykweinen dêr sjen woe dy't te keap wienen, en om dan troch te gean nei Pease. Mar op snein seach it der net echt goed út mei mij, dat Alfred hat it doe mar opjûn. Hij wie seker even bij jim lâns kommen.

De oare manlju binne toch om ûngefear dy tiid fuortgongen mar it hat toch noch heel wat tiid koste om jim beminde stêd te berikken. It wie al tolve oere doe't se der wienen en ûnder iten ha se besocht om jim per telefoan te berikken mar koenen jim nûmer net fine. Gjin wûnder, jim telefoan hat toch gjin nûmer? Se binne al gau dêrnei fuortgongen en kamen sûnder problemen yn Pease, en binne fia in oare dyk weromreizge, hûndert myl fierder nei it westen en sûnder watfoar problemen dan ek, binnen 12 oeren. Jim part fan it lân moat heel wat mear snie hân ha as wij hjir. Se wienen om acht oere op woansdei thús, allegear goed wurch, mar feilich.

We binne bliid te hearren dat jim sa fan jim radio genietsje. Dat is seker moai foar Karen om te hawwen en ik misgun jim dy net. Ik leau dat ik ek wol ien ha wolle soe. Alfred hat der o sa'n niget oan mar we ha foarloepich genôch radio's om ús hinne. Boppedat kinne we op 't heden net ien betelje. Al wit ik seker dat de jonges dat o sa nijsgjirrich fine soenen. Miskien soenen se leare wat stiller te wêzen as se nei sa'n ding harkje. Radio's binne heel moai om yn de krystdagen te hawwen en om âld en nij hinne. Wij, Alfred, Albert, Jonathan, en iksels ha bij de Tillmans de klokken yn New York it nije jier ynlieden heard. We koenen net allegear hinnegean want Sherman wie helendal net goed. Hij hat in wike siik west mei in slimme ferkâldenheid en in soad koarts. We ha him goed ynsmaard en der goed om tocht dat er wat binnen krige, en wat foar it hoastjen jûn, en no is er wer ynoarder, al kinst sjen dat er gewicht ferlern hat, omdat er helendal net ite woe, mar lytskes groeie gau wer oan.

Omke Ben hat even in heale dei bij ús west ferline wike woansdei. Hij is noch deselde as altyd. Muoike Gretchen sjocht der freeslik út, sizze se, mei al har toskende derút. Se hat in heel minne tiid hân om se der allegear útlûke te litten.

Ik bin no in nije frou, haha, en soe net graach myn nije toskende misse wolle. Ik ha myn nije op âldjiersdei krigen. Earst fiede dat oan as in

freeslik grut mûlfol en ik koe helendal net ite mei dy stive dingen. Mar jo kinne dat wol goed leare. Ik freegje mij ôf hoe't Kon syn mem frou Marmer tocht dat ik der útseach. Se hat der niks oer sein doe't we dêr wienen. Guon sizze dat ik der heel oars útsjoch, mar ik leau net dat der folle feroare is. De jonges seagen mij allegear earst nuer oan doe't ik yn 'e hûs stapte. Ien sei dat ik dêr op like en in oar sei dat ik wer op in oar like. En Sherman lûkt faak oan syn eigen en prebearret se derút te krijen. Dan seit er: 'It wol net, mem. Mem kin it wol, mar ik net. Sjoch mar.'

We ha foar de feroaring mei krysttiid in brief fan Gerda krigen. In kaart fan Richard en in grouwe brief fan Janet. Ik leau dat ik jim dat al skreaun hie yn myn krystbrief. Gerda har man lei doe yn it sikehûs mei in dûbele mastoïditis, dy't se troch syn noas leechhelle hawwe. We ha letter wer fan har heard en se skreau dat er op moandei thúskomme soe en op woansdei fan deselde wike wer oan 't wurk soe. Dat moat no twa wike lyn wêze. Se ha dêr ek in hûs kocht foar \$5000 en binne fan plan it ôf te beteljen mei elke moanne in ôfbetelling yn pleats fan rinte te beteljen. Dat se moatte it dêr ridlik goed dwaan. Goed, fynst ek net? Richard yn Michigan hie in pear wike gjin wurk yn de fakânsjes en Selina hie in baantsje foar har dy tiid foar \$12 yn 'e wike yn in winkel. Mar se sei dat se leaver it hûs ynoarder hold.

No moat ik mar ophâlde want ik kin gjin nijs mear betinke. Se binne allegear al op 't rik gongen. Hoe is 't mei dij, Kon? Sitst noch altyd nei de radio te harkjen? Tink dêrbij goed om dyn sûnens. Dan kinst him better ynruilje foar in auto. Mar ik leau dat dat net sa hurd rint, behalve as alles bij jim ynoarder is en de moaie simmerjûnen jim dêrta útllokje.

Jim mem hat in heel moaie gielbrune kachel, dêr is se no sa grutsk op, se wol no de keukenmuorre deselde kleur fervje, meikoarten. Dy kachel komt fan deselde fabryk as uzes mar in heel oar model.

Mei de bêste winsken fan ús allegearre,

Alfred en Ada.

PS. O ja, Karen, ik woe dij noch sizze, do hiest dij net drok meitsje hoefd oer de krystsûkelade. Ik wit datst it prachtich fynst om dy te stjoeren. Mar hast dyn famyljeplichten miskien al sa lang sa goed neikommen datst al folle earder ophâlde kinnen hiest mei it ús te stjoeren. Mar de jonges hâlde likegoed fan dij. Ik ha de wike nei Krysttiid wat foar har makke, dy wite soarte, en dy wie presys fan pas – it is in hele keunst om it goed te krijen.

Bonnie, 13 febr. 1929

Bêste Karen en Kon,

Alfred woe dat ik jim fan 'e jûn in pear rigels skreau. Ik ha earst it sok-en hoasstopjen dien makke, dat no moat it mar wêze, al is it net sa betiid mear. Mar ik kin it bêst skriuwe as de measten al op bêd lizze.

We fregen ús ôf oft jim de brief krigen hienen dy't we jim sa'n fjouwer of fiif wike lyn stjoerd hienen. Of wie it net goed ynfuld? Sis it dan mar, dan stjoere we graach in twadden. We hoopje yn elk gefal dat jim dêr net siik binne. Of hat de radio jim alheel yn 'e besnijing krige?

We ha gjin haast mei dat formulier, nee, helendal net, mar as jim dy brief net krigen hawwe, koenen jim wolris tinke dat wij sokke slûgerts wienen.

Ha jim dêr ek sok ekstreem kâld waar? Lêstensneontemoarns wie it hjir 34 ûnder nul. Dat hindert ús hjir yn 'e hûs net safolle, want we ha hout bij de rûs om te stoken. Dat we ha gjin stikje koal kocht. Mar Alfred seit dat it wol wat mylder wurde moat of oars ha we net genôch oan de maityd ta en dan moat er miskien noch wat mear saagje. Der binne noch in protte deade beammen mar noch net fynkapt.

Dizze wike is it net helendal sa kâld. Fan 'e middei wie it min tsien en it liket op 't stuit net folle kâlder, al hat it elke dei wol wat snijd. De sinne is der net sa lang bij.

Alfred stie hjoed ek op de sikelist. Syn mage wie wat fan streek. Ik hoopje dat er gau wer opknap. De jonges hawwe dizze winter sa sûn as wat west, mar de âldelju kwakkelje wat. In wike lyn lêstensneins wie it wer mis mei mij. It begûn al op sneon, sokke krampen yn myn mage, en se waarden dy nachts hieltyd fûler. We ha besocht om mei hjitte doeken dat wat saksearje te litten, mar dat holp niks. Tsjin seizen de moarns ha we de dokter helle want ik wist net wêr't ik it sykje moast en hij hat mij in spuitsje jûn dat it al gau stoppe. En sûnt dy tiid ha ik gjin stoer wurdich west bij it wurk. Dat ik sit der mar mei. En ik kladdere krekt sa moai bij de wâl op nei dy earste kwaal. Al is dy lêste kwaal mear de mage, wylst ik tink dat ik de earste kear swier de gryp hie. Ik ha wat galle spuid wat neffens de dokter de oarsaak wie en ik moat in skoftke oppasse wat ik yt. De gryp giet jo net yn 'e kâlde klean sitten, hê? Ik hie dat noch noait sa hân, mar no hie ik it goed te pakken. Ik bin in heel stik ôfklaaid.

Ik ken in heel soad dy't sizze dat ik sa meager wurden bin, mar dat docht net sear. Dat krij ik aanst wol wer werom, as ik mar wer sin oan iten krij. Dokter hat mij wat pillen jûn, dy't hooplik helpe. Der is net

folle oan om dy troch te slokken. Ik ha noch begrutsjen mei dij, Karen, oer foarhinne. Myn roazige wangen binne hast folslein ferdwûn, mar dat komt no njonkelytsen wer werom. Ik woe wol dat it wat hurder gong, want der is altyd safolle te dwaan. Al moat ik net kleie, want Alfred en Everett ha echt har bêst dien.

We binne fan doel om meikoarten mei it slachtsjen te begjinnen. Ek foar de simmer. We ha de hele winter net folle fleis hân. Ien middelgrutte baarch en in healen yn de maisplôkerstiid.

Ik sjoch der ôfgryslík tsjinop, woe wol dat ik der oare wike al klear mei wie, mar ik bin bang dat ik it noch net oankin. Ik moat mij better fiele as de lêste pear dagen. Ik ha de lêste tiid sa'n lêst fan reumatyk. Earst yn myn hannen en earms. Myn spieren swolden dan op en no hjoed haw ik it boppe de ankels. Dat docht knap sear en dêr wurde jo sa stiif fan. Ha ha, ik wedzje dat jim tinke dat ik it slim te pakken ha en it liket grif nuver dat ik sa klei, no, gjin wurd mear hjir oer mijsels as ik it helpe kin.

Sis, Karen, Alfred hat foar mij ôfrûne moandei yn Rock Falls in nije jas kocht, mei in sachtbrune kleur en in echte donkerbrune bûntkraach, Frânse lynks, as ik it goed ûntholden haw. Gjín bûnt op de mouwe-omslaggen. De stof is fan kepere lekken. Ik hie der bij Brockways alris nei sjoen, ja twa kear sels, doe't we myn toskten te passen wienen, mar se sieten doe te heech yn 'e beam. Al wie der gjin oaren dy't mij sa goed paste. Ik wie ien fan de langsten. Ik ha him juster in goed tombreed langer makke, ta 47 tomme. Ik hie him wol wat langer ha kinnen, mar se lykje net te tinken dat lange minsken ek ferlet fan jassen hawwe en fansels draach ik myn rokken net koart sa't de measten dogge, dat sa sit it. Se fregen earst, op âldjiersdei, \$49. Doe lieten se \$10 falle. En fjirtjin dagen lyn ha ik wer even sjoen doe't we dêr mei Alfred en Albert wienen, se moasten elk in tosk lûke litte. Doe fregen se \$39, dat dat wie al wer \$20 derôf. Mar we fûnen dat \$30 mear as genôch wie, mar se woenen him net foar minder gean litte. Se woenen \$35 ha of oars bewarren se him oer de simmer hinne want it wie in goed model, seinen se. Ik hie net tocht dat Alfred him foar dat bedrach nimme soe, mar hij hat it dien. Ja, it is wol in heel bedrach foar mij. Ik leau dat ik dizze moanne seis jier lyn myn oare krigen haw. Dy sjocht der wol echt ôfdroegen út.

No, noch wat nijs en dan hâld ik op. Ik lies yn in krante fan Zion, Michigan, in pear wike lyn oer de oankundiging fan it houlik fan Garrett Underhill, 56, en Elizabeth Graves, 43. Wij tinke dat dat Edward Underhill syn heit wêze moat. Hij is ûngefear fan dy jierren en is ek in pear jier lyn nei it oasten gongen. Dat hij hat wer in thús.

Hearre wij gau wer fan jim? Ast dyn nocht krijst fan myn

gekrimmene oer mijfels, brân it dan mar op. Dat stik oer it formulier is it belangrykst.

Mei in protte leafs fan ús allegear en de bêste winsken.

Alfred, Ada en de jonges.

PS. As we noch in kear mei jim prate koenen, dan koenen we jim fertelle hoe't it ôfrûne seizoen ús segene hat. Wij kinne de Grutte Skinker fan dat alles net genôch betankje. Alfred hat de measte barga ferkeapje kinnen en hat in geweldich stik fan de skuld en al de útjeften fan ferline jier ôfbetelje kinnen. Ek al hat er der in team hynders bij kocht omdat we ferline jier te min hienen. Chauncy Mack, ús bankier, wie o sa ferheard. Wij ha de lêste moannen 11 kij molken. Yn jannewaris hat de rjemme ús \$105 dollar opsmitten. Wie dat net moai? Melke no njoggen omdat der meikoarten noch 3 kealje moatte. De hinnen binne helendal opholden. Te kâld, tink ik. Al ha we in moanne lyn in moai soad ferkocht. Ferline wike barden we \$9,50 per hûndert foar de lêste partij biggen, de heechste merkeprijis dy deis. We ha fansels noch 25 sûgen oer.

Free * 27

Doe't Free de lêste skeppe mei kowedong fuortsmiet, hearde er de Cannonballtrein fan 9:11 oere troch de fallei fluitsjen. Opsjend seach er achter de beammen bij de rivier riik omheech wynderjen. Even letter drippelen in griene passazjierstrein syn gesichtsfjild binnen. Dy rôle lichtsjes oer de treinbrêge fan de Little Rock en bôge doe wat ôf om rjocht nei Bonnie te riden. Hij fluite wer, twa kear, elke kear in wite plom útpûstend, wylst de betsoenende echo de fallei oer wjerkeatste.

Hij die krekt de doarren ticht, sawol de ûnderkant as de boppekant, doe er in swarte auto gewaarwaard dy't op it hûs oan ried. Dat wie dokter Fairlamb dy't wer bij syn mem lânskaam. Syn heit holp har bij it wurk yn 'e hûs en moast him nei it brea-iten belle hawwe. Doe't Free dy moarns yn 'e hûs kommen wie foar it brea-iten, hie syn mem har gesicht mei farsk reinwetter stien te waskjen. Se hie der heel roazich útsjoen. Se sei altyd dat kâld reinwetter alle gesichtskrêms fan 'e wrâld oertrof.

De swarte auto stoppe bij de hikke. Der stapten twa mannen út, Fairlamb en in oare dokterachtige man. Beide setten fuort op de stoepedoar ta. Twa dokters? Der moast dan wat mis wêze yn 'e hûs. Hij struide farsk strie op de stâlen foar de kij en gong nei bûten om se nei

binnen te driuwen bij de wetterbak wei. Melke kij koenen bij fûle froast net te lang bûten stean, want oars befrearen de oeren. Neidat se allegear nei har stâlen sjaggele wienen, makke er de halsbûgels fêst.

Hij gong yn 'e hûs, geat himsels in kop kofje yn, mei wat rjemme en sûker, en striek del nêst de keukenskachel. Hij plante de fuotten yn de kolvebak. Hij hearde se praten yn syn mem har sliepkeamer. Syn heit sei net folle. Syn mem beäntwurde de fragen fan de twa dokters.

Op 't lêst sei Alfred berêstend: 'No, as de wyn út dy hoeke waait, moatte we dêr mar neffens sile.'

'Mar Alfred,' sei Ada, 'de kosten! Wij kinne mar amper de holle boppe de skulden úttille.'

'Dy skulden kinne ferrekke. Ik wol in sûne frou. It kin net oars, Ada.'

Syn mem suchte. 'No, as it de wil fan de Heare is dat ik opereard wurde moat, toe dan mar. We stelle ús fertrouwen yn Him.'

'Ferjit de sjirurch net,' sei Alfred. 'Hij is it dy't feitlik oan de oare kant fan it mes stiet.'

'Alfred,' sei Ada, 'watst dêr seist, is suver hast godslastering.'

De frjemde dokter lake mei in fol stedske lûd. 'Ha gjin noed, frou Alfredson. As God mij helpe wol, is mij dat bêst.'

Al gau kamen de twa dokters de keuken yn. Alfred bleau bij Ada. Se seagen Free net direkt bij de kachel sitten. Fairlamb sei: 'Dy pine yn har ûnderbûk is net útsprutsen genôch, toch, om der wis fan te wêzen, dat it in ûntstutsen blineterm is?'

De oare dokter sei: 'Ik leau fan al. Wat kin it oars wêze? Har stuolgong is ûnregelmjittich. En de pine sit yn it legere rjochterkwadrant. In bytsje heech, mar dat soe útstelde pine wêze kinne.'

'No ...'

'As dy brekt, dan hat se echt in probleem.'

'Dat is sa.'

De oare dokter ûntdiek Free. 'O, goemoarn dêre.'

Dokter Fairlamb draaide him om. 'O, Free, dit is dokter Thomas Husum. Ut Amen. Jim heit en mem hienen besletten dat we in twadde opiny ha moasten.' Free gong stean en fûstke.

'Heare, wat in lange keardel,' sei dokter Husum. Dy wie sels ek lang, mar moast toch bij Free opsjen. 'Hast opheind wat we seinen?'

'Ja.'

'No, ha mar gjin noed. We ha no presys útdoktere wat jim mem mankeart.'

Twa dagen letter brocht Alfred Ada nei it sikehûs fan Amen foar de operaasje. Se gongen om seis oere fuort, sadat se tsjin achten op

de operaasjetafel lizze koe. Se seach der frij goed út. Se hie hast al besletten om mar net te gean.

Free besocht om net te tinken oan wat der yn Amen gebeurde. Hij koe de skoarstiennen fan Amen sjen, sa'n sân myl fierder yn de fallei, dêr't se boppe de beammen lâns de slingerjende Lytse Rockrivier útstieken. Free mjuksde de hele skuorre út, de kowekant, de hynstekant, de stiif yninoar wâde keallekant. Hij droech farsk strie nei binnen út de striebulte. Reparearde twa stellen hynstetúch. Oer in pear wike soenen se wer it fjild yngean. Einliks, it moarnswurk dien, gong er yn 'e hûs.

Hij besocht yn syn reade Shakespeare te lêzen, mar siet al gau allinne mar wat troch King Lear te blêdzjen, sûnder te lêzen, en lei it doe mar oan kant. Hij tocht: 'No ha se har wol iepensnein en ûntdutsen wat it echte probleem wie.' Hij rôp syn broers út de skuorre, dêr't se yn de waarme golle aapkeboarten. Hij joech har wat waarme rys dy't syn mem klearmakke hie. De ôfwask dien, joech er him even del op de hynstehierren sofa en besocht himsels foar te stellen yn syn heit syn skuon as dy in knipperke naam. Hij fielde himsels hurd wurden. Hij klaude himsels oer de holle en fielde it knobbeltsje yn syn hier, sa'nen as Swalker hie. 'Ja, ik bin echt in beest.' Hij sprong oerein en loek syn skieppfefellen jas oan en de gaspskuon, en rûn nei it bargehok. Everett wie in goed bargeman, mar wie sa sleau as in podde as it derop oankaam de bargestront út te mjuksjen.

Hij strafte himsels troch it bargehok út te mjuksjen. De stank wie ferskriklik, slimmer noch as de poep fan minsken as dy de galsykte hienen. Der siet in soad tsjin de rânen oan fêstferzen, sawol lâns de muorren binnenyn as op it betonnen foerplak bûten. As de sneed fan in skeppe tsjin in fêstferzen kolf oan stjitte, dan die dat sear yn syn liif. Hij moast derfan stinne. Nei twa drege oeren dienen syn polzen sear.

Om trije oere kaam syn heit wer thús. Omke John wie bij him. Se hienen beide har moed net bij it útstappen. Omke John glimke wat bryk nei Free. 'Hast de kofje brún?'

'Ik leau dat Everett wat setten hat.'

'Moai.' Omke John wreau him yn syn hannen. 'Dan bliuw ik noch even. Sherm komt anst toch om mij op te pikken.'

Free prebearre syn heit yn 'e eagen te sjen, mar dy seach de oare kant út.

Alle trije gongen se yn 'e hûs. Alfred sette de kop-en-pantsjes klear en geat de kofje yn. Hij fûn ek noch de cake en snijde foar elk in flink stik. Dy cake wie Free syn favoryt, donkerbrún mei droege fruchtsjes en sitroen deryn, en mei glazuer fan brune sûker.

Free moast it witte.

'Wat is der gebeurd?'

Syn heit moast hast janke. 'Se ha har wol deeglik opereard.'

'Wie er stikken?'

'Nee. Hij hie der leau ik net úthoegd.'

'Wat!' Free sette syn kopke sa fûl del dat de kofje yn it pantsje spatte. Alfred seach nei de flier.

'No, it sil tink gjin kwea kinne dat er der úthelle is. Dokter sei dat te sjen wie dat er in kear ynfekteard west hie.'

Omke John preau in leppelfol kofje en lei doe it leppeltsje oan kant. 'Dy operaasje wie in goed ding, Alf. Want no witte se wat de oarsaak wie fan dy frjemde pinen.' Hij sei tsjin Free: 'Se hie bobbeltsjes yn de aorta. Ferkleurde blierkes. En ek wat pûstkes op har yngewant.' Hij naam noch in swolchje kofje. Hij mocht altyd alles wat lekker wie graach sunichoan dwaan. 'It wie lykwols gjin kanker, hat de dokter sein.'

'Mar binne dy bobbeltsjes en pûstkes dan net gefaarlik genôch?'

'De dokter sei dat er tocht dat er dêr wol wat foar jaan koe.'

'Bist der seker fan dat dy der wienen?'

'Ik ha se mei eigen eagen sjoen. Jim heit en ik mochten fan de dokter de operaasje bijwenje. We moasten in wite operaasjeas oanlûke en in masker opsette, krekt as in dokter.'

Omke John, en sels syn heit, hienen mem har yngewant sjoen? Wylst er himsels noch ferline wike ôffrege hie, hoe't er dêrnêst lein hie, doe't se him droech?'

Omke John sei: 'Ja, jonge, it libben is ferdomde hurd.'

Free sei: 'Ik wit net oft ik dy fint fan Husum wol fertrou. It is in opblaasde kikkert.'

'Dat fyn ik ek,' flapte syn heit derút, yn syn kofje gûlend. Omke John slikke himsels om de lippen.

'No, Alf, ik sis dij, dokter Fairlamb is in goeienien en dy soe net samar ien fan syn pasjinten ûnder it mes lizze, as er net fûn dat de sjirurch ek goed wie.'

'Ja, dat is wier.'

'En boppedat, we moatte allegear op de Heare fertrouwe.'

Free sei: 'Hoe hat har hart it ferwurke?'

Omke John seach ferbaasd. 'Bedoelst dat stik fan har dêr't se har altyd sa koartamich fielt, toch?'

Free knikte. Hij naam in swolchje kofje. Dy wie kâld oan it wurden.

'Se ha it noait oer har hart hân,' sei omke John.

Der waard bûtendoar klaksonneard.

'No, dêr is Sherm en it is tiid foar it boerewurk.' Omke John dronk de rest fan de kofje út. 'Lit it mij witte as der wat is.'

Alfred wie te oerémis om it wurk te dwaan. Hij stjoerde Everett om yn syn plak te melken. Hij sei dat er it iten foar de jonges siede soe. Hij woe even op himsels wêze. Sels lytse strobbe Sherman moast nei de skuorre en dêr boartsje, wylst de jonges molken.

Der waard ûnder iten net folle sein. De jonges moasten stevich op har fleis omkôgje. Alfred hie it net op Ada har manier bret. Alfred moast Sherman syn stik heel fyn snije, want oars hie it mantsje derop omhaffele oant sint juttemis. Hij moast syn eigen stik ek heel fyn snije.

Iderien siet te sjen hoe't iderien mar kôge en kôge. Op 't lêst smiet Alfred de foarke del. 'Jonges, as jim it opjaan wolle, doch dat mar. We jouwe it wol oan de hûn. Dat fleis is sa taai as skuonlear.'

De rest fan it miel, de rys en eigenbakte bôle dy't Ada bakt hie foardat se fuortgong, gong der sa flot yn as iis. Free lies út de Bibel en Alfred spriek it gebed út.

Doe't de ôfwask dien wie, en de jongere bern op bêd gongen wienen, helle Alfred in potlead foar it ljocht en begûn er wat op in winkelpûde te rekkenjen. Free lies, mei de fuotten yn de kolvebak, yn Shakespeare. Alfred seach Free oan.

'No, filosoof, ast it foarrjocht ha wolst sa ticht bij de kachel te sitten, kinst dij dêr mar better nuttich meitsje troch it fjoer wat op te stoken. It wurdt hjir kâld. En wylst dat dan toch oan it dwaan bist, smyt dat boek der dan ek mar yn.'

Free hold der net fan om ûnderbrutsen te wurden. De âlde Koaning Lear hie krekt de iene dochter, Cordelia, ferstjitten dy't it meast fan him hold. Spitich dat heit en mem mei al har soannen, seis bijelkoar, net libben yn de tiid fan Koaning Lear. Se hienen dan foar trije fan har soannen in houlik regelje kinnen. Free soe dan sels Cordelia kieze.

'Ful de kachel bij.' Hij die it doarke iepen. Syn heit hie gelyk. It fjoer wie hast út. De earste reade kolven dy't op de ynsakke reade jiske foelen, fetten net daalk flam. Hij stoppe de kachel oan de râne ta fol en krige syn boek wer op.

'No,' sei Alfred, 'lis dat boek ris in kear oan kant. Ik ha in putsje foar dij.'

'Sa let noch?'

'Ik bedoel net dat soarte putsjes. Ik wol datst in brief oan ús lânhearre skriuwst. Yn Cedar Rapids.'

'Ikke?'

'No ja, jim mem is hjir ommers net om dy foar mij te skriuwen.' Hij helle Ada har pinne en inkt en har linnens skriuwblok foar it ljocht. 'Gean hjir bij mij oan tafel sitten.'

Fronseljend gong Free op syn gewoane plak oan 'e ein fan de tafel

sitten. Hij sloech it skriuwblok iepen en dipte de pinne yn de inkt. Alfred begûn te diktearen.

‘Achte Hear Horace Hamilton.’ Hij wachte wylst Free de oanhef delskreau. ‘Hast de datum al yn de hoeke skreaun?’

Free folle datum en plak yn.

‘Goed dan. No. Myn bankier Chauncy Mack tinkt dat der wer slimme tiden oan komme. Ditkear noch slimmer lykwols. Alle prizen binne in stik heger as se foarhinne wienen.’ Hij seach nei Free syn gekras. ‘Hast dat?’

‘Ja.’

‘It is fierder ek noch sa dat jo foarrige hierder it lân fertutearzje litten hat. It stiet fol mei doarnappels en sa slim, dat yn augustus gjinien de molke drinke wol, sels de bargaen net. En it molkfabryk hat klage oer de stank yn de rjemme dy’t we har ferkeapje.’

‘Net sa fluch.’

Alfred seach nei it gliden fan Free syn hân oer it papier oant dy stoppe. ‘Sis dêrnei tsjin him dat ik him takom jier fiif dollar de acre jou, gjin sân, oant ik dy greide wer ynoarder krije kin.’

‘Toe no, heit, ik bin der net oan wend om sekretaris te wêzen.’

‘No, jim mem skriuwt it like fluch op as dat ik it sis. Sis him dat er dat bij Chauncy Mack neigean kin, as er dat wol.’

It kolvefjoer yn de kachel sette oan en begûn yn de skoarstien op te bolderjen.

‘Sis tsjin him,’ en hjir begûn Alfred syn stim wat te brekken, en hij seach nei ûnderen nei de linoaleumflier, ‘sis tsjin him dat myn frou, Ada, yn it sikehûs leit. Dat sil syn oandacht lûke. Hij hat har altyd graach lije mocht. Mei rju achting. En ast dat opskreaun hast, set ik myn hantekening.’

Nei in skoftke skode Free it linnens skriuwblok en pinne en inkt oer de tafel. Alfred dipte de pinne yn de inkt, en heel presys, krekt as snijde er inisjalen yn in stik lear, ûndertekene hij de brief.

Alfred helle Ada de sneons dêrnei út it sikehûs. Se wie bleek, mar glimke. No’t se wist wa’t de fijân wie, koe se ûntspanne. Under iten dy jûns laken de bern mear as gewoanlik.

Se hie foar ienkear gjin hekel oan it lawaai. Se siet de hele tiid te glimkjen. Better noch, se liet Everett it iten op tafel sette. Se hold gauris har liif fêst. Fuort nei iten gong se op bêd. Moast fan de dokter. Hij woe noch altyd dat se it in skoftke wat rêstich oan die. Se moast leare om gewoan te sitten en neat te dwaan. Se frege Free om wat platen op te setten en harke dêr doe nei, wat yn harsels glimkjend. Doe foel se sûntsjesoan yn ’e sliep. Wer yn ’e keuken werom, stoppe Free de kachel

fol mei reade kolven, plante syn sokkefuotten op de kolvebak en lies yn syn Shakespeare.

Alfred helle syn skeardoaze foar it ljocht. It wie sneontejûn en syn regel wie om him op de dei des Heare noait te skearen. Hij skerpe it skearmes oant er in poddehierke fan de achterkant fan syn pols dermei ôfsnije kinnen hie. Hij geat in fluts gleon wetter yn de kom en kloppe it skom op. Hij sjippe himsels twa kear yn, de twadde kear sa tsjok dat er krekt op in pelsjager like. It soe net lang mear duorje of Free soe himsels ek skeare moatte. Hij hie al in tin gouden snorke en ek in bewyske fan in puntburdsje. Syn burd soe noait sa swier wurde as dat fan syn heit. Behalve op syn noas hie syn heit sa likernôch in burd oer it hele gesicht. Wat soe dat in machtich gesicht wêze as er syn burd groeie litte soe. Mei dy eagen soe er der woest útsjen.

Alfred skearde himsels mei in evenredige beweging. S-kras. S-kras. Hij fage elke kear it mes ôf oan in hoeke fan in út de Bonnie Review skuord kranteblêd. S-kras. S-kras. Stadichoan foarmen har lâns de râne fan it papier lytse grize skomklodderkes. Alles soe wer goedkomme mei syn mem. Takom jier, as se in goede opbringst hân hienen, soe se him nei college gean litte. Tsjin dy tiid soe syn heit it heale perseel mei de oare jonges oankinne. Syn heit himmele syn gesicht mei kâld wetter, fage syn rjocht skearmes skjin en poetste it mei in lapke. Hij wie o sa netsjes en presys. Free stie op it punt om mear kolven yn de kachel te smiten, doe't syn heit him sei fan net.

‘Na, fynst net dat it bedtiid is? Moarn is it de dei des Heare en Hij mei net oer sliepkoppen yn tsjerke.’

‘Goed, heit.’

Ada seach der de wike dêrnei goed út. Se siet te glimkjen wylst se om har hinne drokte makken. Se setten har it iten foar. Se tilden stinnend de smoarge boarden fan tafel en yn it ôfwasktobke. Se moast laitsje. ‘It is in hele aardichheid om foar ienkear as in koaningin behandeले te wurden.’

Dy tongersdeis ûntdiek se dat Alfred en Everett de lekkens yn de waskkoer yn 'e kelder lizze litten hienen. Sij wie ien fan dy froulju dy't graach har lekkens sûnder tearen oprêden. In lekken mei tearen like altyd wat grûzich. Se sjoude de koer út de kelder de wenkeamer yn.

Free betrape har dêrbij. Hij wie krekt foar in pear droege wanten yn 'e hûs kommen.

‘Hee, ik miende dat mem net treprinne mocht.’

Ada glimke. ‘Der is neat oan om dêr mar oeren achterelkoar nei in keale solder lizze te stoarjen.’

‘Ik ha it oer mem har treprinnen, mem.’

‘Hjir, pak beet, en help mij dy lekkens út te skodzjen.’

Free pakte op ’t lêst it lekken bij twa hoeken beet en holp har om it in oantal kearen fûl út te slaan. Utwosken linnen roek lekker.

‘Klear,’ sei Ada.

‘Mar wat ik witte woe,’ sei Free, dy’t der mar in grap oer meitsje woe, want stikem wie er blij dat syn mem wer wat fut krige, ‘is dit: wat moatte wij no mei mem oan?’

Ada wie klear mei it optearen. ‘Ik fiel mij sa skuldich as ik niks doch yn myn eigen hûs.’

‘Lês dan mar wat. Ik woe wol dat ik dat koe.’

‘Ik ha alles hjir yn ’e hûs wol tsien kear lêzen.’

Free krige in idee. Hij pakte syn Shakespeare. ‘Hjir. Gean op bêd en lêse dit mar. En ik wit wol in moai stik foar mem. De Fekke Nuet.’ Hij naam har bij de earm en fierde har mei de sliepkeamer yn, en holp har mei sachte oantrún op bêd.

‘Ik kin sels wol op bêd komme, hear,’ prottele se. Tagelyk fûn se it moai dat Free him sa drok oer har makke. Se kloppe har kessens wat op. De middeissinne gloeide troch it inkele rût op it westen en ferljochte har gesicht mei in goede sûne glâns. It wjerkeatste ljocht fan de kleurde hokkerige spreid makke har wangen rôzich. Free socht it stik foar har op en lei it boek op har skoat. Alfred kaam der ek yn en hearde har.

‘Wat betsjut “Fekke”?’

Free knypeage nei syn heit. ‘Dat betsjut in frou dy’t net harkje wol. Dy’t nei in operaasje net op bêd bliuwe wol.’

Alfred miste dy knypeage. ‘Wêr giet it stik echt oer?’

Free fertelde him yn ’t koart wêr’t it oer gong.

Alfred syn mûle gong stadich iepen wylst Free prate. Hij baude Free syn lippen nei en besocht wat Free sei mei de lippen nei te sizzen, sels foarútrinnend op wat er noch sizze soe. Soms naam Free syn ferhaal in nuvere draai en dan hie er it mis, en moast er op healwei omskeakelje. Syn gesicht breek stadich yn in laits iepen bij dat ferhaal fan dy hurde Kate.

Free syn hart makke in spronkje bij it sjen fan hoe’t syn heit him besocht te folgjen. Wat in freeslik libben moast it foar him wêze om net lêze te kinnen.

Doe’t Free klear wie, frege syn mem: ‘En ik bin dan in fekke lykas dyn Kate?’

‘Nee nee, dat wie mar in grapke.’

‘Goed dan.’ Se ferskode wat, sadat it ljocht fan it rût oer de bledside foel. Free en Alfred gongen de keamer út.

Doe't Free de keamer ynkaam om har goenacht te winskjen, glimke se him oan.

'Kinst noch in stik oanriede?'

'Hee, hat mem De Fekke Nuet al út?'

'Jawis, jonge. En sil 'k dij ris wat sizze? Ik ken sa'n frou.'

'Wa dan?'

'Dat soe rabberij wêze.'

'In âlde bekende?'

Syn mem glimke. 'Ried mij noch mar in oar stik oan.'

'Goed. Prebearje Romeo en Julia. In geweldich leafdesferhaal.'

'Goed. Dat is dan foar moarn. No is it tiid om te sliepen.' Se seach nei dêr't lytse Sherman yn syn ledikantsje nêst har bêd yn in sûne sliep oprôle lei. 'Sjoch dy lytse ingel ris. As it net sa wie dat er ite moat om te libjen, soest sizze dat er sûnder lek of brek is.'

'Ja, mem.'

De oare deis kaam Free krekt foar melken yn 'e hûs foar in bakje kofje. Hij siet wat heal te drôgjen mei syn fuotten yn de kolvebak.

'Free?' rôp syn mem út 'e sliepkeamer wei.

'Ja, mem?'

'Kinst hjir even komme?'

'Fansels.'

Hij slofte de wenkeamer troch en gong nêst har bêd sitten. Se hold de reade Shakespeare op har skoat en glimke wat bij harsels.

'Och, hie ik Shakespeare mar earder kennen leard.'

'Fûn mem Romeo en Julia dan moai?'

'It wie in lust, jonge. Sa tryst. Sa moai. Wat in prachtige leafdesskiednis.' Se skodholle. Der hong in heldere kroan fan ljocht om har goudene holle. 'Wat spitich dat wij sterlingen sa'n leafde net meimeitsje kinne.'

'Mem en heit ek net?'

'Net helendal sa.'

'En dy oare fint dan dy't mem foar heit hie?'

'O, dy. Dy bliek mij net wurdich.'

'Mar fûn mem dan net dat mem stjerre soe, as mem net sa no en dan in skym fan him opheine koe?'

'Net nei't er dat útheefd hie.' Se wie even stil. 'Sis ris, wat witsto oer sokke dingen? Hast al ris fereale west?'

Free moast oan Ada Shutter tinke en dy kears dat er har ûnder de goudene waaibeambledsjes tsjinkommen wie. 'We ha it no oer mem, hear.'

Se seach him oan mei earlike blauwe eagen. 'Jim heit hat in

geweldige man west. En troch de jierren hinne bin ik in soad fan him begûn te hâlden. Op in oare en bettere manier.’

Op 18 april hellen se de hjouwer yn. Alfred murk ûnder iten op dat hij en de jonges foar ien kear omke John foar wienen. Ada iet dy jûns op bêd. Se hie har de hele dei dromerich field. Nei it neigesetsje, in boardsje fan Ada har thús ynleine parkes, helle Free de Bibel te foarskyn. Hij lies lûder as oars, dat Ada him mar hearre koe dêrt’t se lei. It wie út it boek fan Ruth, op spesjaal fersyk fan Ada.

‘Doe gong hja del nei de terskflier en die alles krekt sa’t har skoanmem har opdroegen hie. Doe’t Boaz iten en dronken hie, krige er in fleurich sin en hij gong hinne en joech him del op ’e ein fan ’e nôtbult. Dêrop kaam hja temûk en sloech de tekken fan syn fuottenein op en gong lizzen. It wie midnacht doe’t de man kjel wekker waard, en om him hinne taaste en sjoch, dêr lei in frou bij syn fuotten. Wa binne jo, sei er en hja sei: Ik bin Ruth, jo slavin. Spried jo wjuk oer jo slavin, want jo binne de lossen, dy’t mij frijkeapet. Doe sei hij: Segene meie jo wêze troch de Heare, myn dochter! Jo hawwe mei dizze lêste leafdedied noch mear deugd dien as mei de earste. Jo binne ommers gjin jongfeinten, earm of ryk, achterneirûn. En no, myn dochter, alles wat jo sizze, sil ik foar jo dwaan. Alleman yn ’e stêd wit wol dat jo in flinke frou binne.’

Alfred wie noch mar amper mei syn tankgebed begûn, foar it rynske iten en har goede sûnens, ek lûd genôch dat Ada it hearre koe, of der klonk ynienen in gjalp yn ’e hûs.

‘Alf—f-r-e-d!’

Dy gjalp begûn sacht, as hie se in nachtmerje en koe se der mar mei muoite útkomme; doe, wylst se der útbriek, waard it suver in heislike skreau.

Iderien spatte op fan syn stoel. Lytse Sherman klapte it ferstelbere tafeltsje fan syn bernestoel omheech en sprong op de flier. Alfred wie de fluchste. Al moast hij it fierste rinne, hij wie it earste yn Ada har sliepkeamer.

‘Ada!’

Se rûgelen allegear achter Alfred oan dy’t nêst har bêd stie. In rôze kleur kaam krekt wer werom op har gesicht. ‘Oooh, ik bin der noch.’

‘Ada?’

‘It wie sa nuver.’ Se prate dromerich. ‘Ik hearde Alfred bidden en foardat ik it wist, wie ik yn in oare wrâld. En net op it goede plak. It wie aaklik. Dat ik wraksele om derút te kommen.’ Se seach har mei in flau glimke oan. ‘Sa’t jim sjen kinne, ik ha ’t oprêden.’

‘Mar fielst dij no wer better?’

Se tyspele wat oan de sulveren kwastkes oan de râne fan de bêdesprei. 'Ik tink fan wol.' Har glimkjen waard wat dryster. 'Goed, bern, jim kinne wer oan tafel gean. Jim heit mei fan mij aanst daalk werom en dan kin er it gebed ôfmeitsje.'

De bern en Free loeken har stadich werom nei de keuken en sochten har plak wer op. Se sieten elkoar oan te stoarjen. Se wienen noch witer as har mem. Even letter kaam Alfred op syn draaistoel ôf. Hij seach hieltyd oer syn skouder. Hij gong sitten en breide fluch it gebed ôf en harke mar amper nei de lytskes, doe't se har gebedsjes opseinen.

Alfred begûn de wacht te hâlden yn Ada har sliepkeamer. Free sei tsjin de bern dat se de ôfwask dwaan moasten en foar ien kear bij it boartsjen net sa'n leven meitsje moasten. Dêrnei gong er bij syn heit sitten. Dy pakte Ada har pols beet en telde har hartslach. Nei in skoftke seach er ferheard nei Free op. 'Hee ... dy is ...' Hij pakte syn horloazje en telde har hartslach neffens de beweging fan de sekondewizer. 'Hee ... dy is ...' Syn mûle klapte ticht. 'Ada, ik belje dokter op.'

Ada glimke wat frjemd en loom nei him. 'Kinne we dat wol betelje?'

Alfred syn grut kin stiek nei foaren. Hij rûn fluch nei de telefoan en belle mei de sintrale om Fairlamb oan de line te krijen. Even letter sei er dúdlik: 'Dokter, jo kinne mar better hjir komme. Ik stean har hartslach net.'

Free naam har pols ek beet. Dy wie te stadich. En hij sloech ek ûnregelmjittich. Hij sloech twa kear, en sloech dan oer, dan trije kear en sloech wer oer.

De dokter wie der yn fyftjin minuten. Hij hold de holle mei syn boarstelich swart bosk hier skean wylst syn donkere eagen har kritys ûndersochten. Hij naam har hartslach op, pakte syn stetoskoop en harke nei har boarst. Nei in skoftke knikte er bij himsels en hij rêde de stetoskoop op. Hij grabbele yn syn swarte tas en helle in lyts fleske mei piltsjes te foarskyn. Hij seach mei in doktersglimke Ada fronseljend oan. 'Nim de kommende dagen elke twa oeren hjir ien fan.' Ada lei in lyts wyt piltsje op de punt fan har tonge en naam in swolchje wetter út har glês.

Alfred siet op it fuottenein. 'No, dokter?'

Dokter Fairlamb bestudearre syn hannen.

Free siet bij it hollenein. Hij pakte syn mem wer bij de pols en koe dy mar mei muoite fine. Hij kontrolearde syn eigen pols om der wis fan te wêzen dat er dêr op de goede kant fan de pols om socht. Lang om let fûn er it. Har polsslach buorrele ûnder syn fingerseinen as in rige foarbijstromende bûltsjes. Fairlamb telde har polsslach ek nochris. Alfred fernaam dat de bern, sels lytse Sherm, troch de doar stienen te stoarjen.

‘Hee, yn de keuken jimme. We roppe jim wol as we ferlet fan jim hawwe.’

Mei tsjinsin sjaggelen de bern wer de keuken yn. Even letter liet Fairlamb har pols los en lei dy op har skoat.

‘Dat is better.’

Al gau frege Alfred oft Fairlamb in bakje kofje woe. Dy fûn dat in goed idee en de twa manlju setten de keuken yn. Bij it kofjedrinken sei Alfred tsjin de bern dat se op bêd moasten.

Everett sei: ‘Mar we ha de ôfwask noch net iens dien.’

‘Ferjit dy mar. Dat kin Free aanst wol dwaan. Ik wol even yn ’e keuken allinne mei de dokter prate.’

De bern rûnen ien foar ien Ada har sliepkeamer yn om har goenacht te winskjen. Se joegen har in wiete tût en woenen net fuort, mar moasten úteinlik wol. Free help lytse Sherman út ’e klean en yn syn nachtpon en hold him de pot foar om yn te pisjen. Sherm seach hieltyd oer syn skouder nei syn mem. Doe besleat er dat er in twadde tût ha moast, foardat er him troch Free yn syn ledikantsje tille litte woe.

Ada moast skrieme doe’t se lytse Sherman tute en him oankroep. ‘Earme lytse stumper,’ flústere se.

Free tocht: ‘Mar sokke dingen gebeure bij oare famyljes.’

Free help lytse Sherman yn syn ledikantsje. Hij stoppe him yn en joech him in tût. Alfred rôp him doe yn ’e keuken. Hij hie sunich mei dokter Fairlamb sitten te praten. Alfred seach der ûntdien út. ‘Ik wol jim mem net kjel meitsje, mar ik wol datst rêstich it hûs útgiet en omke John opbellest bij Tillman wei. En dan hellest dêrnei jim omke Sherm bij de jongereinklup wei.’

Dat wie wier ek. It wie dy jûns jongereinklup. Free wie dat glêd fergetten en wie ferbaasd dat syn heit dat noch ûntholden hie. Hij loek syn skuon oan en sloep it hûs út nei de Buick. Der wie krekt in aprilbuoike foarbijkommen en it hiem wie wiet. De Buick sloech bij de earste gisel oan. Free sette him yn syn achterút, dêrnei yn de hege fersnelling. Hij wie bang dat syn mem stjerre soe wylst er fuort wie. Hij naam de earste bocht op twa tsjillen en stode it dykje nei de stêd op. It hie krekt genôch reind om it boppeste laachje fetlik te meitsjen. De Buick begûn hinne en wer te glydskjen. It wie krekt as bestjoerden jo in slange. Gelokkich hie er op dat marke noardlik fan de stêd yn in âld ôfdien Fordsje meidien oan in soarte fan iishockey en hij wist hoe’t er hinne en wer slingerje moast.

Hij stoppe deun foar de tsjerkedoar en spatte de konsistoarjekeamer yn, dêr’t de jonges bij dominy Tiller sieten. Om de lange brune tafel foelen de mûlen iepen. Dominy Tiller kaam oerein.

‘Nim mij net kwea, dominy ... Sherm ... mem ... it rint nei de ein.’

Sherm sprong yn ien floeiende beweging oerein en makke bij it rinnen om de tafel hinne de jas al fêst. ‘Spyt ús, dominy.’

‘Dat is wol goed, hear.’ Doe rôp dominy har achternei: ‘Wij sille foar jim bidde.’

Free gong Sherman foar. Hij beskreau hoe’t syn mem ûnder iten flaufallen wie.

‘Oho, dan kin ik better jim beppe helje. Dy sil derbij wêze wolle. Mei myn nije Model A Ford nimt dat mar in oerke hinne en wer.’

‘Goed. En dan belje ik omke John bij Tillman wei.’

Free belle omke John op en glydske wer it dykje oer nei hûs ta. Hij sette de motor bij de hiemshikke út, liet de auto skokkend útride en stode yn ien flecht nei de sliepkeamer. Syn mem siet tsjin de kjessens oan te glimkjen. Se hie in reade kleur. Alfred siet oan ien kant fan it bêd; Fairlamb oan de oare. Lytse Sherman wie wakker en sei tsjin syn teddybear dat har mem no folle better wie.

Ada glimke nei Free. ‘No, dat hast fluch dien, hè?’

Free seach syn heit even gau oan.

‘Ja,’ sei dy, ‘se wit it. Se hat de auto it hiem ôfrazen heard.’

‘O, dat spyt mij.’

‘It is wol goed, hear,’ sei Ada. ‘Ik mei wol oer wat selskip.’

In pear minuten letter kaam omke John deroan. Hij rûn hastich nei binnen en stiek syn holle om de hoeke fan de doar. ‘Ada?’

‘Ja, John.’

John stoarre har even kritys oan; liet doe syn skouders sakje. ‘Yn ’e goedichheid, Ada fanke, en hjir hie ik noed dat ik net op tiid wêze soe om dij te freegjen foar mij it paad te sljochtsjen.’

Ada fronsele. ‘Toe no, John.’

‘Ja, mar dat telefoantsje hat mij sa benaud makke dat ik echt wier net mear wist oer hokker dyk oft ik hjir komme moast.’

‘O, John, do bist altyd oan it gekjeien.’

John loek in stoel bij. ‘No, hoe dan ek, do fieltst dij no wer better.’

‘Folle better. Ik tink dat it slimste no foarbij is.’

Fairlamb like dat ek te finen. Hij hie de hele tiid bij dat gepraat Ada har pols kontroleard en liet dy doe wer op har skoat falle. ‘Noch altyd koartamich?’

‘Op ’t heden net.’

Hij knikte. ‘Ja, it is no wer aardich stabyl wurden.’

‘Geane jo no fuort, dokter?’ frege Alfred.

‘Ja ...’

Ada sei: ‘Ik leau net dat jo fannacht oer mij yn noed sitte hoege, dokter.’

Fairlamb die syn swarte tas ticht en gong oerein. ‘No, bij ek mar

it minste bewyske dat it wer de kop opsteckt, belje mij dan. En lit ús hoopje dat it tsiende bern fan frou Harter fannacht net opdaagjen komt.'

Ada fleure op. 'Noch in baby derbij? Jonge noch ta, en dy hat al seis famkes. Wat in gelokkich minske.' Se tyspele oan de kwastkes lâns de seame fan de spreij. Se hie in nei binnen kearde blik yn 'e eagen.

'Belje mij mar as jim ferlet fan mij ha,' sei Fairlamb. En gong doe fuort. Alfred en Ada en omke John begûnen te praten as fanâlds. Lytse Sherman foel wer yn 'e sliep.

Nei likernôch in oere kaam omke Sherman mei beppe oansetten. Dy begûn al te gûlen noch foardat se de doar nei de stoepe iependien hie. Omke John en Alfred en Ada moasten dêr om glimkje. Beppe kaam rocheljend mei in grutte reade noas de sliepkeamer yn. Se hie de hele reis sitten te gûlen en te snotterjen. Sherm kaam achter har oan sleepfuotsjen, him skamjend om hoe't se har oanstelde.

It slagge beppe lang om let om Ada even goed troch har bril te besjen. Se swijde, suver skokt. 'No, dochter! Do sjochst der goed út.'

Ada moast laitsje. 'Wêrom soe ik der net goed útsjen?'

'Dochter. No, wês God teminsten tankber datst noch laitsje kinst.'

It wie even stil. Doe seach Ada nei al dy gesichten om har hinne as hie se even in pear tellen fuort west. Se tyspele wer wat om mei de sulveren kwastkes oan de spreij. Beppe gong op in stoel sitten dy't Free foar har helle hie. Se fronsele nei dêr't Ada lei.

'Wat bist meager, dochter.' Se hie lang oergeunstich west op Ada har slank figuer, en yn 't bysûnder op har manier fan rinnen. Ada rûn mear lykas pake Alfred as lykas beppe, en dy hie dêr noait goed oer kinnen.

Free gong kreunend op de flier sitten.

Syn mem seach him oan. 'Dogge dyn gewrichten dij noch altyd sear, jonge?'

'Nee mem.'

Se skodholle. 'Ik hie echt seare gewrichten doe't ik tolve wie. Feitlik hie ik dat al doe't ik njoggen wie.'

Beppe sei: 'Iderien hat groeipinen as er jong is.'

Omke John knikte. 'Dat is sa. Nim no Sherm hjir. Dy seit dat er dat ek oait hân hat.'

Sherm knikte. 'Ik hie dat yn 'e earste klasse fan de middelbere skoalle.'

Dat wie mis fan Sherm dat er dy skoalle neamde. Beppe hie sa graach wollen dat Sherm op in dei in belangryk man waard. Se betreure opnij dat se him fan dy skoalle ôf gean litten hie. 'Yn pleats dêrfan ha ik dij wurkje litten foar dyn suster Joan en dy omkoal fan in man fan har.'

'O, har man is gjin omkoal,' sei omke John. 'Hij is gewoan dom, mem. It is in goede fint, mar dom.'

Ada seach mei in blier gesicht op. ‘Lit ús ris besykje om wat aardichs oer him te sizzen, graach?’

Sherm seach even nei it lytse baaske dêr’t er yn syn ledikantsje lei te sliepen. ‘No, ik sjoch dat myn lytse namgenoat him net al te folle soargen makket oer de situaasje op ’t heden yn dizze sliepkeamer.’

Ada lake fol leafde. Se glimke nei dêr’t lytse Sherman lei. ‘Is it net in ingeltsje? Ja, smetloas.’

Dominy Tiller ferbaasde har troch ynienen de holle om de hoeke fan de doar te stekken. Se hienen him net oer it tsjokke kleed fan de wenkeamer trêdzjen heard. Hij glimke strieljend nei de sirkel fan gesichten om it bêd hinne. Hij hie it fermogen om yn oanwêzichheid fan problemen te glimkjen. ‘Ik seach in ljocht brânen, dat ik tocht teminsten even te freegjen hoe’t it mei frou Alfredson wie.’ Syn iepenhartige blauwe eagen seagen ûndersykjend nei Ada. ‘No, ik sjoch dat jo de krisis tehoppe kommen binne.’

Krisis? Dominy hie better in oar wurd brûke kinnen.

Ada tilde de holle op. ‘Ja, it liket no wer goed.’ Se seach Alfred even oan. ‘Soest mij miskien even helpe kinne mei dy kjessens? Dat ik wat rjochter sitte kin?’ Alfred kloppe de kjessens wat op wylst se foaroer leunde.

Dominy Tiller glimke noch altyd. ‘Ik ha jo mist yn tsjerke, frou Alfredson. Der is in grut gat yn de tsjerke dêr’t jo gewoanlik mei jim famylje sitte.’

‘En ik ha jo preken mist.’

‘Wat seit de dokter?’

Ada tyspele wer oan de siden kwastkes. Omke John seach dominy Tiller mei in bryk glimke oan. ‘De dokter soe net fuortgongen wêze as er net tocht dat se it helje soe.’

Dominy Tiller knikte. ‘Ik preekje takom snein oer Job. Mei al syn besikingen. Soenen jo graach wolle dat ik jo in kopy tastjoer, mei jo man?’

‘Dat soe heel aardich wêze, dominy.’

It waard wat ûngemaklik. Dominy hie mei syn swarte klean in skaad yn de keamer smiten. Hij skommele hinne en wer op syn hakken. ‘Ja, frou Alfredson, in mem Israels. En der sil fan har sein wurde dat se soannen hie, gjin dochters.’

Ada skodholle myld. ‘Mei permisje, dominy. Mar miskien hie ik fannacht net sa swak west, as ik al dy jierren twa famkes ha kinnen hie tusken de seis bern dy’t ik krigen ha. Dy hienen mij helpe kinnen.’

Tiller fronsele noch krekt net. ‘No, frou Alfredson, ik wit seker dat God Syn redenen hân hat om jo soannen te jaan.’

‘Ja, Jo wil, net dy fan mij.’

Dominy Tiller bewurke har noch wat mear mei syn glimke. Doe sei er úteinlik: ‘No, frou Alfredson, jo ha grif ferlet fan rêst. Wolle jo dat ik foargean yn gebed?’

‘Ja, dominy,’ sei Ada. ‘Dat soe moai wêze.’

Dominy Tiller die de hannen gear oer syn meager liif. Hij rôle mei syn blauwe eagen nei iderien om it bêd hinne en liet se doe tichtfalle. ‘Heit, dy’t ús yn ’e himel alles ferjout, we steane hjir no yn it hûs fan jo beminde gemeentelid, Ada Alfredson, en freegje Jo om yn myldens op har del te sjen. Jou har har sûnens wer werom, dat se wer weromkeare mei ta in aktyf libben yn it fermidden fan har gesin lykas ek yn dat fan Jo tsjerke. Ferjou har, en ús allegear, ús sûnden. Dat freegje wij yn Jezus’ namme. Amen.’

‘Tankjewol, dominy,’ sei Ada. Dominy Tiller fûstke mei iderien en gong fuort. Omke John mocht net oer in pear fan de dingen dy’t dominy sein hie.

‘No, Ada, dy man hie dij yn gedachten al in aardich ein op wei. Dat, ferjitst net de bêste groetnis te dwaan oan iderien dy’t ús ken?’

‘John, ik woe datst net altyd sokke grappen oer earnstige dingen makkest.’ Doe rikte se nei syn hân. Se hold fan har broer. ‘Nim mij net kwea. Ik woe gjin krityk op dij ha. It is ien fan dyn talinten datst ús mei dyn gekheid troch wat minne tiden helpe kinst.’

‘Ik freegje mij ôf,’ mimere omke John, ‘oft God yn de himel wol clowns brûke kin.’

Ada har beide hannen gongen omheech nei har boarst. ‘Ik bin sa koartamich. Altyd sa koartamich.’ Se gappe nei de siken. Doe, in tel letter, waard har gesicht boppe de wangen wyt en har eagen waarden glêzich.

‘Dêr giet se wer!’ rôp Alfred. Omke John sprong oerein en begûn Ada hinne en wer te skodzjen.

‘Ada! Noch net fuortgean, fanke. Yn Gods namme.’

Free spring oerein om har pols te fielen. Hij telde de slaggen tsjin syn eigen pols. Se hie mar ien hartslach foar elke twa fan him. Omke John draaide him nei Alfred om.

‘Hast whisky yn ’e hûs?’

Alfred tocht nei. ‘Ja. Ik tink fan wol. We ha noch altyd dy flesse mei Old Taylor stean. Fan doe’t we pas troud wienen.’

‘Helje dy.’ John skodde Ada noch hieltyd hinne en wer.

Alfred taaste ûnder yn Ada har kleankast. ‘Hjir is er.’ Hij hold de flesse tsjin it ljocht. Der wie noch in tombreed oer. Omke John pakte de flesse, gong nêst Ada sitten en sloech in earm om har hinne. Har holle wat achteroer flijend geat er har in pear dripkjes tusken de lippen. Ada kuchte. Noch in kear. Dy twadde kear wie in goede sûne pûster lucht.

Se kaam wer bij. It ljochtblauwe waas yn har eagen waard in lykmjittich blau stoarjen.

‘Bin ik der noch?’

John skodde har wat boartlik hinne en wer. It wie prachtich om te sjen hoe’t de broer de suster hinne en wer skodde.

‘Wêr tinkst datst wiest?’

Ada loek in fiis gesicht. Se preau alkohol yn har mûle. Se seach de whiskyflesse yn John syn hân.

‘Wat no? Hast mij whisky jûn, krekt doe’t ik de ivichheid yngean soe?’

‘Hee. No makkest sels ek fuort al in grapke.’

‘Foei.’ Se besocht de whiskysmaak mei de tonge út de mûle te triuwen. Se rikte nei in bûsdoek yn de bûse fan har nachtijk en fage de lippen ôf.

John lake wer even. ‘We moasten wol wat dwaan om dij werom te heljen.’

Free rûn de sliepkeamer út.

‘Wêr giest hinne?’ rôp syn heit him nei. Hij antwurde net. Hij wie bang. Syn mem soe fan har weigean as se net opslach wat dienen. Hij rûn nei de telefoan oan de muorre, belle de sintrale en frege har dokter Fairlamb te beljen.

Syn frou naam op. Doe’t Free har fertelde wat er woe, sei se dat har man fuortroppen wie.

‘Ik sil prebearje him te finen, Free. Mar Harter hat dêr op syn pleats gjin telefoan. O ja, Free, bij it himmeljen ha ’k noch wat boeken foar dij fûn. Op ’e flierring. In kompleet stel fan Fenimore Cooper. Dy meist fan ús liene.’

‘Tankewol.’ Begriep frou Fairlamb net dat der wat heel slims te rêden wie mei syn mem? ‘Wolle jo asjeblyft tsjin de dokter sizze om daalk te kommen?’

‘Goed, Free.’

Alfred rôp nei him. ‘Koest him net te pakken krije?’

‘Nee. Hij helpt frou Harter bij it bernkrijen en se ha gjin telefoan dêr.’

Syn heit stie dêr mei holle eagen. ‘We moatte ien helje. Want ik stean it ek net.’

Free rûn wer nei de telefoan. ‘Ik prebearje dokter Husum yn Amen.’ Hij draaide de sintrale en frege om in interlokale ferbining. Nei wat gekreak yn de hoarn antwurde in frou: ‘Mei juffrou Longwood.’

Free koe dy stim fuortdaalk. Dat wie dy ferpleechster dy’t op in sneontemiddei in kear meikommen wie mei dokter Husum, doe’t dy even lânswipte om te sjen hoe’t Ada it die nei de operaasje. Hij hie doe

op it hiem west dêr't er ploechizers stien hie te slypjen en der wie him wat opfallen mei dy twa. Doe't Husum en dy juffrou Longwood troch de hiemshikke staptten, hie er har bij de hân pakt as hie er ferkearing mei har. It wie him doe foarkommen, dat sij net sasear kamen te sjen hoe't it mei frou Alfredson wie, as om der even tegearre út te wêzen. Juffrou Longwood wie in o sa kreaze frou mei in ûntspand laitsjend gesicht.

‘Mei juffrou Longwood,’ sei se noch in kear. ‘Ja?’

‘Mei de Alfredsons yn Bonnie. It giet hieltyd op en del mei ús mem. Se beswimet hieltyd wer.’ Yn de sliepkeamer achter him wienen syn mem en de oaren stil wurden. ‘Kin dokter Husum hjir ek even komme?’

‘Is frou Alfredson net in pasjinte fan Fairlamb?’

‘Ja, mar dy is op ’t stuit ergens oars hinne roppen.’

‘Mar se is in pasjinte fan Fairlamb, toch?’

Free waard njonkelytsen lilik. It kaam him foar dat dokter Husum dêr oan har ein nêst juffrou Longwood siet. Har stim wie uterlik flot beleefd, mar dêrtrochhinne klonk it boazich spinnend lûd fan in frou dy't steurd wie.

‘As jim koartlyn op sneon lânsride koenen om te sjen hoe't it mei ús mem gong, wêrom kinne jim dan no net even lânsride?’

‘Wêrom bellet jim heit net as it sa ernstich is?’

‘Miskien hat er it wol te drok mei it geande hâlden fan har hart wylst ik belje.’

Stilte oan de oare kant fan de line.

‘Kin dokter Husum no komme?’

‘Wêrom prebearrest Fairlamb net noch in kear? Dy is deun bij jim yn ’e buert, wylst wij in heel ein ôf binne, witste.’ Se prate mei de glêdens fan in rûtinier yn in warehûs. ‘Ik bin bang dat dokter Husum jim op dit stuit net helpe kin.’ En se hong op.

Free wie woest. ‘Dat kring!’ Tagelyk tocht er: ‘Mar wa bin ik om woest te wêzen op in geile dokter en syn ferpleechster?’ Hij stampte stadich werom de sliepkeamer yn. Syn heit en omke John liken ferbaasd dat er sa grimmitich tsjin in ferpleechster prate. Omke John like dêr wol oer te meien.

Ada siet foaroer en sykhelle fûler as gewoanlik. Se like wat ûngemaklik te wêzen oer wat der ûnder har gebeurde. Beppe fernaam dat. Se gong oerein en stiek de hân ûnder har bêdeguod.

‘Aha.’

Dêr waard Ada lilik om. Se griep troch it bêdeguod hinne har mem bij de hân om fierder ûndersyk te kearen. Alfred besefte wat der geande wie.

‘Iderien derút! Der is hjir tefolle drokte bij myn frou,’ snikte er heal.

‘Fuort jimme!’ Hij hold beppe in warskôgjende finger ûnder de noas.
‘Dat jildt ek foar jo.’

Omke John wie it mei him iens, hij kaam oerein en wonk nei Sherm om foar te gean. Doe griep er syn mem bij de earm en treau har mei geweld de keuken yn.

Free folge har.

Doe’t se de keuken ynrûnen, moast beppe in oankundiging meitsje. Se stie te triljen. ‘Ja ja, myn dochter, tsjin de moarn is se bij myn earste man en de ingels.’

Omke John walge dêrfan. ‘Gean sitten.’

Dat die se. Se gûlde yn har bûsdoek. ‘Ja ja, mar ik wit wat der komt. O, ik wit wol wat der komt. Se hat de lêste kear dat se flaufoel harsels bewettere en dat is altyd in teken dat de dea neibij is.’ Beppe wist dat heel goed. Sijssels hie út en troch ek lêst fan in wiet bêd fanwege in ûngeregeld hart.

Omke John stoarre har oan. ‘Mem bedoelt, se hat harsels niiskrekt bedien?’ Se knikte, yn har bûsdoek snikkend.

‘No,’ sei omke John, en hij seach nei it plafond, ‘no wit ik it net mear.’

Sherm woe dat net leauwe. ‘Och, jim witte hoe’t mem is, se oerdriuwt sa. Dat is grif wat tee dy’t Ada bij it iten griemd hat.’

Ada hie bij it iten gjin tee dronken. Free stapte wer de wenkeamer yn. Hij hearde syn heit en mem praten.

Syn mem sei: ‘Alfred, it spyt mij dat ik net altyd aardich west ha.’

Syn heit sei: ‘O, frou, lit ús dêr no net oer prate.’

‘Miskien yn it folgjende libben, Alfred.’

‘Miskien. Mar lit ús dêr no net oer prate.’

‘Mar ik wol myn hart bij dij luchtsje, Alfred. Want sjochste, ik bin der frij seker fan dat myn Heilân mij fannacht thúsroppe sil.’

‘Frou, toe no.’

‘En ik bin der klear foar.’

‘Och, toe no, frou.’

Free sykhelle hoeden troch syn mûle, dat se him mar net hearre soenen.

‘Alfred?’

‘Ja?’

‘Soest Free hjir even roppe wolle? Ik wol even allinne mei him prate.’

‘Allinnich?’

‘Ja. En Alfred, ien wurd fan advys oer dy jonge foardat ik hinnegean. Wat der ek tusken jim foarfalt yn ’e takomst, lit dy jonge no en dan gewurde. Dan fielt er him better. En dan begrypst him ek better.’

‘Goed. Ik rop him.’

Free stapte gau wer de keuken yn. Hij woe net dat syn heit en mem fernimme soenen dat er har ôfharke hie.

Alfred stiek de holle de keuken yn. Hij wonk Free mei de wiisfinger. 'Jim mem wol mei dij prate.'

Free gong bij har sitten. Achter him lei syn lyts broerke Sherman te sliepen mei it sachte lûd fan side dat bij side lâns striek.

'Sjoch mij oan, jonge.'

Free twong himsels om har yn 'e eagen te sjen.

'Ik wit net hoe't ik hjirmei begjinne moat, jonge.' Free sei neat.

'Mar ik bin aanst gau yn 'e himel. Bij myn Heilân. En –'

'Praat net sa, mem!'

Ada seach nei lytse Sherman. 'Net sa lûd, Free. We moatte him net wekker meitsje.'

Free knikte.

'Ik hoopje fannacht nei de himel te gean, Free.' Se seach nei ûnderen, nei har fingers dêr't dy op har skoat yninoar omtyspelen. 'En jonge, ik soe sa graach wolle datst op in dei bij mij kaamst en nêst mij yn gloarje libje koest.'

'O, mem.'

'Do bist sa'n nuvere jonge. Soms begryp ik neat fan dij. Do bist net echt ien fan ús. Do bist oars as de oaren dêr't wij mei libbe hawwe.'

'Och, mem, behalve dat ik te lang bin foar doariepeningen, bin ik krekt as iderien oars.'

'Do en omke John ek altyd mei jim gekheid. Nee, jonge, ik mien it. Ik soe dij op in dei heel graach bij mij en Jezus yn 'e himel hawwe.'

'Ja, mem.'

'Tagelyk lykwols wol ik net datst allinne mar bearst datst in kristen bist, allinne om mij te behaagjen, ast dat yn dyn binnenst net bist. Spylje soks net. Wês gjin hypokryt. God hat in hekel oan fromme ferrifelderij. Feitlik hat God miskien wol mear wurdearring foar de oprjochte siel dy't him net kenne wol, as foar it lid fan it ferbûn dat Him allinne lippetsjinst bewiist.' Se tyspele wer mei de sulveren kwastkes fan de bêdesprei. 'En dan is der de fraach hoe't jo mei jo eigen geweten libje. Dat, jonge, wês oprjocht oer dyn wiere gevoelens, wat de gefolgen ek wêze meie. Wês in man yn dat opsicht.'

O God noch ta, dêr lei syn mem, op har stjerbêd, ferdraachsumens toanend foar in manier fan tinken dy't har folslein frjemd wie.

'Hoe freeslik dy gedachte ek is, ik leau dat ik dij folle leaver yn 'e hel hawwe woe, as in oprjochte siel, as yn 'e himel, as in hypokryt.'

In swiete wijde rook stiigde fan har lichem op. Dat koe toch net wier wêze.

'Dat, libje sasto bist. Sels al hellet dat dij bij mij en Jezus wei.'

Free syn holle fielde rom en aromatys oan, as in golle mei de doarren allegear iepen.

‘Al dat lêzen, dat studearjen fan dij, wat wolst dêrmei dwaan? En betink no goed, ik kar Shakespeare goed, witste.’

Free seach nei ûnderen, nei syn ynelkoar stringele fingers.

‘Wat wolst wurde?’

‘In ferhaleferteller.’

‘Wat soarte lêzer hast yn ’e holle?’

‘Knappe minsken, almeast. Dokters. Leararen lykas Ralph.’

‘En net de trochsneed kristen?’

‘Fansels, dy ek. As er se lêze wol.’

‘Wêr sille dyn boeken op lykje? Ik bedoel, watfoar soarte?’

‘O, as dy fan Jack London. Of dat boek fan Hardy dat ik doe net lêze mocht fan jim. Dat soarte.’

‘Wat bist toch in nuvere jonge.’

‘Fynt mem it dan net goed dat ik as har wêze wol?’

Ada skodholle bij harsels. ‘Ada har jonge in skriuwer. Free, fan Alfred en Ada, is ien fan dy skriuwers.’

‘Al dat healwiis gepraat. It komt wol goed mei mem, hear.’

Se seach him op in oare manier oan. ‘Fertel mij ris, ast al oan trouwen tinkst, wat soarte famke hiest yn ’e holle? Do witst, ik sil der net bij wêze om dij trouwen te sjen.’

‘Wit ik net. In sportyf famke of sa.’

‘In wat?’

‘Mem wit wol. Sa’nien dy’t reizen mei mij meitsje wol. Bergen beklimme. Dy’t goeie boeken mei mij lêst.’

‘Sa’t jim heit sizze soe: do mei dyn grutte ideeën.’

‘Mem, toe no.’

‘Goed, jonge. Lit ús sizze, do troust mei sa’n famke. Mei ik dij in goeie rie jaan?’

‘As mem dat echt wol.’

‘No, ûnthâld dit dan. Der is foar in frou net folle aardichheid oan. Allinne mar foar de man.’

Free wie sprakeloas. Wat se sei, wie presys wat der gebeurde wie, doe’t er op de keukensfluer oan Aletha om lein hie te frommeljen.

‘Alles wat in frou deroan hat, is de foldwaning in man syn wille te jaan. En it dragen fan syn bern. Mear net.’

‘Oô, mem, moatte wij no krekt op dit momint oer sokke dingen prate?’

‘Ja, jonge. Moarn bin ik der net mear.’

‘Hâld dêr no oer op, mem.’

‘O, ik wit, it is soms maklik om te twiveljen oan de Heare syn

hanneljen. Omdat wij dat net begripe.’ Se loek fûl oan de bedsprei. ‘Lykas hoe’t ik net begryp wêrom’t de Heare mij earst weinimt, as it foar jim as bern heel wat better west hie, as Er earst jim heit weinommen hie. Dat kin ik net begripe.’

‘En koartlyn priizge mem him noch, en sei mem sokke geweldige dingen oer him.’

‘Wit ik,’ suchte se. ‘Mar ik wit net hoe’t jimme no sûnder mij grutbrocht wurde moatte. Jim binne net in gewoan stel bern. Jim binne allegear sa ferskillend. Dêr is in heel soad geduld en begryp foar noadich.’ Se suchte ôfgrysliek djip. ‘Ja, ik ha mijsels fiif wikels útbret en ien hintsje.’

Free fûn dat net sa min sein.

‘In minske wit dat gewoan net. Miskien tink ik wol egoïstys, dat myn lytse ik yn libben bliuwe wol, krekt as wie dat belangryk, wylst wat oars miskien folle belangriker is.’

Alfred stiek de holle om de doar. ‘Wêr tsiere jim oer?’

‘We tsierden helendal net, Alfred,’ sei Ada.

‘Jim hienen rúzje,’ sei Alfred. Hij griep Free bij de foarflap fan syn overall beet, mei yn ’e fûst in stiif oprôle stik fan dy foarflap. ‘Harkris even, do. Bliuw fan myn frou ôf. Har sa op te winen, wylst se har net goed fielt.’

Ada sei: ‘No no, Alfred. Kalm bliuwe, hear.’

Alfred bedarre daalk. Ada hie him geweldig yn ’e macht.

‘Mar ik fyn wol dat der fan ’e jûn tefolle drokte west hat.’ Alfred liet Free los.

‘Ja, hast miskien gelyk, Alfred.’

Alfred like in nerveuze hynst dy’t op it punt stie om út syn stâl te brekken. Syn fingers trillen as hie er de sykte fan Parkinson. Hij wie him bewust fan syn trilderige fingers.

Ada sei: ‘Free, wêrom giest net hinne en meitsje foar beppe en jim omkes waarme sûkelademolke?’

‘Goed.’

Yn ’e keuken ûntdiek Free dat beppe syn mem al foar west hie. Se hie krekt wat dreagemolke op ’e kachel set en wie dwaande de kopkes en pantsjes klear te setten. Free fulde de kachel bij mei reade kolven. Hoeden liet er it doarke tichtsakje. Doe liet er himsels nêst de waarme kachel oer de flier glydske. Hij koe wol wat sliep brûke. Hij hearde de molke stadich begjinnen te soarjen op ’e kachel. Beppe en syn omkes praten oer âlde famyljesaken. Al gau frege omke John him ôf oft er net nei Harter taride moast om Fairlamb toch noch op te heljen. Sherm frege him ôf oft se net in feedokter nei de pleats fan Harter stjoere moasten yn it plak fan dokter Fairlamb. Omke John frege him ôf oft se net in kardioloog belje moasten yn Le Mars.

Free slûge wat wei. Doe't er wer ta syn besleur kaam, hearde er har oer himsels praten.

Beppe sei: 'En ik sis noch altyd dat we in swiere balstien oan dy jonge syn holle bine moatten hienen, doe't er noch lyts wie.'

'Beppe bedoelt, sa't de Sinese froulju har de fuotten ôfbine om se lyts te hâlden?'

'Ja, sokssawat.'

Omke John lake wat guodlik. 'Sjoch him dêr no ris lizzen. Suver fan de iene ein fan de keuken nei de oare.'

Omke Sherm moast ek laitsje. 'Pas as je him sa langút lizzen sjogge, beseffe jo hoe grut er feitlik is.'

'No,' sei omke John, 'hij is sa lang, ik doar te wedzjen dat er net fernimme kin wannear't syn teannen kâld binne.'

Beppe lake sûntsjes út har fol boarst. 'No, hij is no aldergeloks santjin en wierskynlik út 'e groei.'

'Ja,' sei omke John, 'en as er útweakket, sis mar as er ienentweintich is, wat sil er dan in keardel wurde. Dat wie noch ris wat, doe't er in pear dagen lyn dat weintsjil fan 'e grûn tilde en it wer delsette, en it – harkje goed - net falle liet, mar rêstich sakje liet.'

Omke Sherman sei: 'Wie dy wein fol?'

'Strikende fol mei peld mais. Hast twatûzen kilo op de weachbrêge yn 'e stêd.'

'Dat betsjut dat er bij dat iene tsjil minstens fjouwerhûndertenfyftich kilo optild hat.'

'Hast gelyk.'

Beppe sei: 'Ja, mar it bêste is, as it op ferstân oankomt, dan skaait er nei ús lytse Sherman út, dy't stoarn is.' Se moast even snikke om dy âlde trageedzje. Sherm moast laitsje.

'Ja, dom is Free net. Hij hat gau in antwurd klear. Doe't we foar pake Stanhorse hout stienen te kappen, frege sa'n wiisnoas him hoe't it waar dêrboppe wie. Fuortdaalk, tusken twa slaggen mei de bile yn, sei er: "Wêrom wurdst earst sels net grut om dat út te finen?"'

Omke John moast dêrom laitsje. Free syn side die him sear dêr't er op it hurde linoaleum lein hie. Hij woe him omdraaie, mar woe net dat se fernamen dat er har heard hie.

Beppe gong suchtjend oerein. 'Oe, de molke kôket hast oer. Heden.' Sherm wie har te fluch ôf en tilde de kanne fan de kachel.

'John!' rôp Alfred ynienen út de sliepkeamer wei. Dy skreau trochboarre har oan de toskwoartels ta. Omke John wie dêr it earst. Hij naam Ada út Alfred syn hannen wei en begûn har hinne en wer te skodzjen.

'As we har mar de nije dei ynkrije kinne,' gûlde er, 'dan hâlde we har foar noch in dei.'

Ada flabbere tusken John syn hannen hinne en wer as in deade fisk.
'Ada!'

Gjin antwurd.

'Wêr binne dy hartpiltsjes?' rôp er.

'Hjir.' Alfred joech him it fleske oer dat dokter Fairlamb achterlitten hie foar Ada. John skodde in wyt piltsje út it fleske en stiek dat ûnder har tonge. Stadich kaam de kleur wer op har hals en dêrnei de wangen werom.

John rôp hieltyd wer har namme, flaaikjend. Hij skodde har wat minder rûch hinne en wer. Lang om let sloech se de eagen wer op. Earst liken dy krekt dreagemolke. Njonkelytsen feroaren dy yn blauwe kristallen fan helder sicht.

'Bin ik hjir noch?' flústere se. 'Ik ha niis Jezus en de troan sjoen. It wie dêr sa moai.' Se seach se allegear om de beurt oan. 'Ik bin der net wis fan oft ik wol bij jim weromkomme woe – it wie dêr sa fredich.'

John liet har wer foarsichtich tsjin de kjessens weromgliidzje. 'No, suske, ast dat sa yn 'e holle hast, lit ik dij de folgjende kear gean.'

'No, John toch.'

'Ast har selskip dêr leaver hast, no, gean dyn gong mar.' Beppe begûn lûd te janken. Doe't iderien, ek Ada, nei har seach, wiisde se nei it bêd. Der ferskynde in groeiend wiet plak yn it bêdeguod. 'Sjoch! Se hat it wer dien,' rôp se. 'Dat is it teken.'

Alfred kommandearde har der allegear wer út. 'Fuort jim!'

John hold in hân omheech. 'It spyt mij, Alfred, mar ik bliuw bij myn suster.'

Alfred moast in pear kear slokke om dat te akseptearen. 'Mar de oaren, fuort jim! Wylst we hjir de boel oprêde.'

Free, beppe en Sherm sjokten nei de keuken. Se gongen om de tafel sitten. Plôken oan it tafelskleed.

Even letter kaam omke John nei bûten. 'Alfred hat gelyk. We moatte besykje har sliepe te litten. Alfred sil oan trije oere ta wekje en dan ik oan seis oere ta.' Hij like einliks treurich. 'As we har noch de nije dei ynkrije kinne.'

'Mar we kinne hjir net elke nacht mei trochgean, yn 'e goedichheid,' sei Sherm.

'Wit ik wol. Dêrom slûp ik even fuort fan it hiem om te sjen oft ik dokter Fairlamb toch net bij Harter weikrije kin.'

Sherm sei: 'Lit mij dat foar dij dwaan. Dêrnei gean ik nei hûs om wat te sliepen en it moarnswurk te dwaan en dan kom ik hjir wer.'

John besleat dat dat in goed idee wie. 'Goed dan. Dan knipperje ik even op de sofa. Beppe kin wol boppe yn de útfanhuzerskeamer sliepe.'

‘Is dêr wol in nachtspegel, Free?’ frege se. ‘Ik moat dêr nachts in pot hawwe.’

‘Dat fanke foar yn ’e húshâlding hie dêr ien.’

‘Moai. Dat is it iennige komfort dêr’t ik ferlet fan ha.’

Free seach op de keukensklok. It wie krekt nei tolven. Hij kipe even yn syn mem har sliepkeamer. Alfred fernaam him fan dêr’t er bij it bêd siet en joech oan dat se sliepte. Free knikte en loek him werom. Hij klom de trep op en rûn nei de sliepkeamer, loek allinne syn overal út en gong nêst Abbott lizzen.

Syn broers, Everett, Albert, Jonathan en Abbott, wienen net fan dizze wrâld. Free bidde: ‘O God, as ik de skuldige bin, en it echt myn skuld is dat se hieltyd weisinkt, ferjou mij, o lis de skuld bij mij, mar nim har net bij ús wei.’

Abbott rôle yn ’e sliep tsjin him oan. In oere letter klearre de loft op en stroomde der moanneljocht de keamer yn. Free dommele sûntsjesoan yn.

Der klonk in lûde stim bij it trepsgat op. ‘Fluch, Free! Of do sjochst dyn mem noait wer libben op dizze ierde.’

Free wie yn ien beweging fan bêd ôf en yn de boksen fan syn overal. Hij glydske nei ûnderen. Hij botste yn it healtsjuster fan de wenkeamer tsjin syn heit oan. Tegearre stroffelen se de sliepkeamer yn wylst se de galgen fêstmakken.

Se wienen te let.

Har hart wie einliks helendal opholden mei klopjen. It wie foarbij. De wangen ferlearen har kleur al. Deun foar har eagen spiede har geast út har fleis wei as wetter dat yn sân weisipelt. Omke John skodde har noch in kear fûl. Har holle rôle los op en del. Har gouden hier swypke wylt hinne en wer.

‘Net dwaan!’ rôp Alfred. En hij knibbele nêst it bêd en naam Ada út de hannen fan John. Hij rôp mei in aaklik skril lûd: ‘Ada!’

Te let.

Tsien minuten letter kaam dokter Fairlamb hastich it hûs ynsetten. ‘Dit is wol in ferdomd goed momint om opdaagjen te kommen, dokter,’ sei Alfred.

Fairlamb seach him grimmitch oan. En gong allinne de sliepkeamer yn. Iderien rûn fuort, de keuken yn. Alfred sette kofje. Hij fulde de kachel bij.

It waard doe fluch ljocht yn it oasten. Krekt doe’t de sinne read boppe it lange gloaiende lân útbarste, sei er: ‘Ada hie gelyk. It hie heel wat better west as de Heare mij keazen hie yn pleats fan har. Sij hie der better yn west om de bern grut te bringen.’

‘O?’ rôp beppe. ‘O? Joust no ta dat dyn frou dij de baas wie? Fan heger komôf? No?’

‘Och, hâld jo toch de toet!’ sei omke John.

Free koe dêr net oer. Hij pakte syn skuon en rûn nei bûten, gong yn ’e reade sinne op de skean ôfrinnende keldersdoar sitten en strûste stadich syn skuon. Syn mem lei dea achter him yn ’e hûs. Hij seach wer hoe’t dy frjemde wite froast har wangen ynloek, as befrear se op de iene of oare manier fan binnenút. Hij rôp Swalker bij him om te helpen de kij op te heljen.

Om tsien oere hinne, weromkommend út it lân, dêr’t er hinne gien wie om in gat yn it stek te meitsjen, foel him op it hiem in nije auto op. It wie ien fan dy nije pick-ups dêr’t er oer heard hie. Wylst er dy dêr stie te besjen, stiek in man de holle út de stoepedoar.

‘Kinst even helpe?’

‘Jawol.’

Syn heit en de bern en beppe, iderien, wienen nei it hûs fan omke John gongen om te brea-iten.

Free folge de man syn mem har sliepkeamer yn. Hij seach har neaken en famkesachtich op bêd lizzen. Pas doe begriep er dat it de balsemer wie dy’t him de hûs yn roppen hie. Dy hie pypkes yn de grutte ieren stutsen yn har earmsholten. Dy wienen troch tinne rubberen slankjes ferbûn mei in grutte flesse dy’t dêrboppe hong. Der waard balsemfloeistof yn har slachieren getten. Har bloed, dat al ôftape wie, folle in ammerke bij it fuottenein fan har bêd.

De man sei: ‘Ik bin hast klear.’ Hij loek de pypkes út de earmsholten en stoppe de gatsjes mei bomwol ticht. ‘Soest mij helpe kinne har dizze jurk oan te lûken?’ Hij wiisde nei syn mem har bêste pearse japon dy’t oer in stoel lei. ‘Alfredson hat dy noch útsocht, foardat er fuortgongen is.’

Krekt foardat Free syn mem oanrekke, naam in stielen berettens it oer, deselde dy’t him holpen hie de Buick om dy trije stilsteande auto’s hinne te slingerjen, ien myl noardlik fan Chokecherry Corner, en doe wie er deakalm. Heel rêstich, as wie syn mem inkeld in skeaf nôtieren, tilde hij har heech genôch op sadat de balsemer har de jurk oanstrûpe koe. Hij koe it net helpe, hij moast even nei syn mem har neakene lea sjen, it plak dêr’t er út weikommen wie. Har brede lange grutte tean foel him ek op. Neffens de bern op skoalle betsjutte dat, dat se de baas wie thús.

‘En har no yn de deakiste drage.’

‘Deakiste?’ sei Free. ‘Wêr ha jo dy?’

‘Dy stiet al klear yn de wenkeamer. Menear Engleking hat mij holpen, krekt foardat se nei syn hûs ta setten.’

‘Sa gau al,’ sei Free.

‘Ja. Se ha him oer de telefoan besteld.’

‘Ik draach har allinne wol,’ sei er.

‘Se is swier.’

‘Ik kin har wol drage.’

Hij droech har de sliepkeamer út en de wenkeamer yn. Se wie noch net stiif. Se fielde wat oan as Albert, as dy him stiif hold om bij it wrakseljen net fêsthouden te wurden. Hij tilde har op en fljide har hoeden yn de iepen kiste op de meijaande siden beklaiiing. De balsemer stiek in hân út en holp om har holle stevich op it skeane siden kjessen te flijen. Hij helle in kaam te foarskyn en kjimde har gouden hier kreas teplak. Der wie it begjin fan in glimke op har lippen ferskynd. In stiif glimke, lykwols, dat har lippen wat iepene.

‘O sa betanke,’ sei de balsemer. ‘Goed datst even lânskaamst.’

Letter dy middeis, doe’t Alfred en de jonges der wer wienen, ûntdieken se ynienen dat lytse Sherm fuort wie. Iderien begûn fluch hinne en wer te jachtsjen om him te finen. Op it hiem, yn ’e hûs. It lêste plak dêr’t se oan tochten om him te sykjen wie yn de wenkeamer. Free besleat om toch even te kypjen, foar it gefal dat.

Dêr siet lytse Sherman, boppe op ’e lykkiste, nei syn mem har gesicht te sjen. Hij hie in stoel oanlutsen en wie dêr opkrûpt. Hij seach achterom nei Free.

‘Hjir is mem. Sjochst wol?’

Op fersyk fan syn heit skreau Free de rou-advertinsje foar it tsjerkebledsje, De Wachter.

‘Ast dan toch skriuwer wurde wolst,’ sei syn heit, ‘lit ús dan ris sjen watst dêrmei kinst.’

*It hat ús Heare behage om op freed 19 april 1929 bij ús wei te nimmen
in beminde frou, in soarchsume mem, en in leafhawwende dochter en*

suster,

frou fan Alfred Alfredson,

Ada, berne Engleking,

yn de âldens fan 38 jier, 3 moannen en 16 dagen.

Wij skrieme net as dyjingen dy’t gjin hope hawwe.

Wij fertrouwe dat se ynsliept is yn har Hear en Heilân.

Alfred Alfredson

en bern:

Alfred

Everett

Albert

*Jonathan
Abbott
Sherman.*

Bonnie, Siouxland

Midlaren, 21 novimber 2011 - 15 desimber 2012.